De Hillige Histoarje. It Alde Testamint (Deel 1)

Ulbe van Houten

bron
Ulbe van Houten, *De Hillige Histoarje. It Alde Testamint (Deel 1)*. Wever, Franeker z.j. [1949]

Zie voor verantwoording: https://www.dbnl.org/tekst/hout014hill03_01/colofon.php

Let op: boeken en tijdschriftjaargangen die korter dan 140 jaar geleden verschenen zijn, kunnen auteursrechtelijk beschermd zijn. Welke vormen van gebruik zijn toegestaan voor dit werk of delen ervan, lees je in de gebruiksvoorwaarden.

dbnl digitale bibliotheek voor de Nederlandse letteren



boek I
de minsken

It Paradys

FIER YN IT EASTEN, YN IT LÂN FAN Eden, lei it paradys, it hôf dat God foar de minske plante hie. Dêr mocht er nou altyd wenje, yn it koele beammeskaed, by de bloeijende blommen, oan it spegeljend wetter. It hôf wie great en wiid; soms tocht er dat it to great wie foar him allinne en dat God, hy wist net hoe, mear minsken meitsje soe.

Hy wist hoe't de Heare God yn it oanbigjin alle dingen skepen hie: it ljocht en de hege loft, de sé en it droege lân, de beammen en it krûd, de himelljochten en de dieren. Hy wist ek hoe't de Heare hím makke hie, de sechste deis: hoe't Er syn lichem boud hie út in stik fan 'e ierde en doe yn syn noasters bliesd hie de amme fan it libben. Sa kaem it dat er by de ierde hearde, de brune ierde dêr't er nei neamd wie, Adam, en dat er tagelyk fan God wie, skepen neffens Syn byld en likenis. En omdat er God leaf hie, die er trou it wurk dat him oplein wie: it hôf biwurkje en biwarje.

Yn 'e midden fan it hôf stie, ticht by de Libbensbeam, de Beam fan 'e kennisse fan goed en kwea. Fan dy lêste beam mocht er net ite. God hie it him goed oansein: ‘De deis datstû fan dy beam ytst silstû stjerre’ en omt er altyd sûnder tsjinpraten Gods wollen die, mijde er dy iene beam. It wie ek mar oan in tiid ta: as er trou die hwat God him gebea, soe er ta lean it ivich libben hawwe; dan soe der neat mear forbean wêze en dan soe er alles bigripe, noch better as nou, dan soene der gjin fragen mear wêze. Ek dy iene fraech net, dy't iderkear wer by him opkaem: hwerom't it hôf sa great wêze moast en hy sa allinne en alle dieren twa by twa.

Hwant dat er allinne wie, dat wist er sûnt de deis dat de dieren by him lâns gien wiene en hy se nammen jown hie. Stil hie er yn it skaed fan 'e beammen stien en foar him oer it sinnich paed gyngen, twa by twa de dieren foarby: de swiere oaljefanten, dêr't de groun fan trille en de lichte réen, dy't amper de ierde roerden; de kalme skiep en de drokke apen; de rûge bear en de glêdde panter; roeikjende kamielen en trêdzjende kij; de ezel mei syn lange earen en de geit mei it lang wiis burd. En al de fûgels wiene der: de eam mei syn brede wjokken, de strúsfûgel mei syn lange hals, de pronkjende pau, de bûnte ekster, de nachtegeal dy 't song. En ta bislút de lytse bisten: de mûs dy't rissele troch it gêrs, de flugge wezeling, de sprinkhoanne en de rûp, de tuorren en de flinters.

It wie hearlik dêr to stean, in kening oer de dieren, en daliks as er se sjoen hie wist er har aerd en foun er fansels it wurd dat by har paste, it iene, dat nou tonei har namme wêze soe. En net ien fan al dy dieren wie bang foar him. In houn lei fortroulik de kop yn syn hannen, in poes streake oan syn skonken, in wite dou fleach op syn skouder, de bok woe mei him stoeije, mar dêrmei wiene se him forgetten en sochten oanhâld oan elkoar. Doe't se allegearre fuortgien wiene fielde er him suver iensum: hy woe dat der ek ien wie, dy't by him hearde, krekt lyk as de dieren by twaën gyngen; ien dy't him bigriep en him by alles helpe koe...

Letter, doe 't er earne yn it hôf to sliepen lei, kaem God en naem in ribbe út syn side en boude fan dy ribbe de minske in frou. Doe't er wekker waerd en har seach, wie er tige bliid en doe't God tsjin him sei dat hja út syn ribbe boud wie, flesk fan syn flesk en bien fan syn biente, foun er dat neat net frjemd. It wie as hie er har al lang kennen. En sa mar fansels, út 'e blidens fan syn hert, kamen de wurden op him ta en song er syn earste liet. Hja harke bliid nei him en hie him leaf. It wûnderlikste wie, dat fan har djippe leafde foar elkoar har ljeafde ta God net minder waerd.

Nou rounen se to-gearre troch de paden fan it hôf en diene to-gearre it deistich wurk en Adam fortelde syn frou alles: fan God en fan it paradys, fan 'e dieren en hoe't er op har wachte hie en, fansels, fan 'e beam dêr't hja net fan ite mochten. Hja wisten net, dy beide blide minsken, dat ien har gongen neigyng en har ta kwea forliede woe. Sjen koene se him net, de Satan, lyk as de ingelen wie er in geast. Hy hie nammers sels in ingel west, mar om't er tsjin God opstien wie, wie er mei al syn folgers út 'e himel wurpen. Sûnt hate er God en alles dat út God wie en hie mar ien doel: to bidjerren dat goed wie en lokkich en suver. De himel koe er net wer ynkomme - dan soe tominsten de ierde sines

wêze; gjin ingel koe er mear forliede - dan soene alteast de minsken falle! De frou, dy't it lêst skepen wie, soe er earst forliede en de slang, fan alle dieren it forstannichste, moast him helpe...

Op in kear, doe't de frou allinne wie yn 'e midden fan it hôf spriek de slang har oan. ‘Is it wier dat God sein hat dat jim fan alle beammen yn it hôf net ite meije?’

De frou seach him forheard oan. Net dat de slang prate koe, foun se frjemd, mar dat er it krekt forkeard sei. ‘Sa is it net’, sei se freonlik, ‘fan alle beammen meije wy ite mar fan dizze iene net; de deis dat wy dêr fan ite, stjerre wy.’

En op 'e nij bigoun de slang to praten. ‘Sa is it dochs net earlik’, sei er ‘sa't God it jim foarpraet hat. Jim sille wier net stjerre, mar as jim ite fan dizze beam sille jim as God wêze, kennende it goed en it kwea. En krekt om't God jim dat net gunt, to wêze lyk as Hy, dêrom hat er jim it iten forbean en driget er mei de dea.’

En mei de wurden fan 'e slang kaem foar it earst de twivel yn it hert fan 'e frou. Soe it dan net wier wêze hwat God tsjin Adam sein hie? Mar miskien hie har man it net goed bigrepen doe, en hja koe ek net leauwe dat de slang har willemoeds bidrage soe. It hearde ek sa moai: as God to wêzen, net ûnder Him to stean, mar njonken Him en sels to kiezen tusken goed en kwea! En kaem it ek net krekt út mei de namme dy't Adam neamd hie: Beam fan 'e kennis fan goed en kwea?

En doe't hja nei de fruchten seach, dy't dêr sa lokjend hongen tusken de donkere blêdden, fleach har sa mar ynienen de fûle bigearte oan. Hja stiek de hân út en naem fan 'e fruchten en iet.

En tagelyk wist se it: de slang hie har dochs bidragen en al dy moaije wurden wie neat fan wier. En nou wie it to let: hja hie iten en nou moast se stjerre. Jitte sa koart wie se yn it paradys en nou al de dea... ‘Adam’, rôp se bang, ‘kom by my en help my!’ Mar doe't se troch de paden roun, de eagen skril, in hân op it klopjen fan har hert, bitocht se dat har man har net helpe koe. Hoe soe hy, dy't hillich wie en goed, har sûnde bigripe kinne, har birou en har smert? Nou soe Adam libje en hja moast stjerre en, hwa wit, soe God him net in oare frou meitsje, suver en rein lyk as hysels?

Mar dát mocht net, hja woe him net misse, hy hearde by har, nou tominsten yn dizze greate need. As hy ek iet... dan soe er mei har stjerre moatte... It wie freeslik, mar sa moast it dochs. Alles wie better as sa byinoar wei! Doe bihurde se har hert en fage de triennen fuort; hy mocht net sjen hoe slim it wie. En doe't hja him foun hie, hâldde se him de fruchten foar. ‘Ik haw iten’, sei se, ‘yt dû nou ek.’ Har donkere eagen twongen. Soe er it dwaen? Soe er har kieze boppe God?

Doe't er de frucht oannaem út har triljende hannen, wie se omtrint bliid. Hy hâldt wol in bult fan my, tocht se. Mar doe't er iten hie en doe't syn eagen donker waerden fan fortriet, sloech se de hannen foar de eagen en skriemde bitter.

To-gearre gyngen se it hôf yn, elk oan in kant fan it paed; der wie hwat tusken har dat nea wer goed koe. En strak soene se foar God stean, neaken en bleat, mei har swiere skuld. Doe skammen se har oer har neakenens en makken fan figeblêdden in gurle oer de heupen. It wie mar in skeamele bidekking en bang forskûlen se har yn it tichtst fan it hôf.

Dyselde deis noch kaem de Heare del; doe't se Syn stappen hearden yn it waeijend hôf, doarsten se noch net to kommen; earst moast Er har roppe mei in stim dy't droane troch it wide hôf.

‘Adam, hwer bistû!’

‘Heare’, sei Adam ‘ik hearde Jo en om't ik neaken bin, forburch ik my.’

‘Hwa hat dy to witten dien datstû neaken bist? Of hastû iten fan 'e beam dy't Ik jim forbean hie?’

Adam bûgde de holle. It hert sloech him bang. En fan klearebare binaudens joech er syn frou de skuld. ‘De frou dy't Jo njonken my steld ha, dy hat my fan 'e beam jown en ik haw iten.’ Of woe er miskien de Heare sels forwite en bidoelde er: hwat diene Jo my ek sa'n frou to jaen? ‘Hwat hastû dien?’ frege God oan 'e frou. Hwat moast se sizze nou't har man alle skuld op har lein hie, dyselde man dy't doe yn it hôf foar har it liet fan syn leafde song? ‘De slang hat my bidragen’, klage se, ‘en ik haw iten.’

Doe wachten se beide op it fonnis dat God sprekke soe: de dea. De deis dat jim dêrfan ite sille jim de dea stjerre - dat wurd

wie har net út 'e gedachten. Hoe koene se ek tinke, dy beide skuldige minsken, dat God har dochs jitte sparje soe, dat har noch in lang, lang libben barre mocht op ierde, dat er har, troch dea en stjerren hinne, dochs noch it ivich libben jaen woe?

It alderearst spriek God it fonnis oer de slang: ‘Omdatstû dat dien hast bistû forflokt boppe al it fé en boppe al it dierte fan it fjild. Op dyn liif silstû gean en stof silstû ite alle dagen fan dyn libben. En ik sil fijânskip sette tusken dy en dizze frou, en tusken dyn sied en har sied: dat sil dy de kop to-moarselje en dû silst it de haksinen to-moarselje.’

Fuort dêrnei kaem it oardiel oer de frou: gâns pine en smert soe se yn har libben útstean moatte en gâns fortriet soe se hawwe; fortriet om 'e bern dy't se krije soe, smert om 'e man dy't hja net misse koe en dy't oer har hearskje soe.

Tsjin Adam spriek de Heare: ‘Omdatstû harke hast nei de stimme fan dyn frou en iten fan 'e beam, dêrom is it ierdryk forflokt om dy, en mei smert silstû dêr fan ite; ek sil it dy toarnen en stikels fuortbringe, en dû silst it krûd fan it fjild ite; yn it swit fan dyn antlit silstû brea ite, oantstû ta de ierde weromkearst dêrst út nommen bist: hwant stof bistû en ta stof silstû weromkeare.’

Forslein bleauwen se stean, de minske en syn frou, doe't de Heare fuortgien wie. Wol skriklik swier wie de straf dy't hja drage moasten: ynpleats fan 'e fruchten dy't foar it krijen hongen yn it hôf, moasten se nou ite it krûd út in forflokte ierde. Swier soe Adam bodzje moatte, wyld soe it ûnkrûd wreidzje en ienris, nei in libben fan muoite en soarch, soe har lichem ta stof keare, in hânfol stof yn 'e ierde, dêr't it út nommen wie. En net allinne har soe it oardiel treffe, mar ek alle minsken dy't nei har komme soene, alle soannen fan Adam en alle dochters fan Eva, ien lange illinde de ieuwen troch en alles troch har skuld!

En dochs, doe't hja der goed oer neitochten, it wie net allinne lijen en net inkeld straf dat oer har komme soe. De dea hiene se fortsjinne en hja mochten libje; yn it swit soe de minske ite, mar wie it gjin genede dat er ite mocht? En pine en smert soe de frou hawwe om har bern, mar wie it gjin wielde bern to krijen en Mem to wêzen? En lei der ek al gjin seine bisletten yn 'e flok oer de slang en sloech dat wûndere wurd fan it Bern fan 'e frou dat de slang oerwinne soe, mar allinne op 'e slang en net folle mear op 'e Satan? Soe it dan sa komme, dat ien fan har bern de flok oer de sûnde weinimme soe en koe alles dan dochs noch wer goed wurde? Wie God dan sa barmhertich dat der genede wie yn Syn oardiel en yn Syn straffen seine? Wol goed moast God de Heare wêze, dat har dit noch barre mocht...

Mar yn it paradys, dêr't de beam fan it Libben stie, mochten se nou net mear bliuwe. It foel swier it hôf to forlitten, mar it wie fortsjinne en hja skriemden net. Foar't hja de wide wrâld yngyngen deade God in pear bisten en teach har de feilen oan; hja namen it as in teken dat Er har it kwea forjown hie en dat Er har ek nou noch helpe woe. En dan, hja hiene elkoar en mochten alles to-gearre drage. Adam wie net lilk op syn frou, hy hie har forjown, lyk as God him forjown hie; soms tocht er dat er nou noch mear fan har hâldde, nou't se swak wie en in great leed hie to dragen en hy naem him foar om har yn alles to helpen. En ienris soe se Mem wêze fan syn bern.. Doe wist er yn-ienen hoe't er har neame soe: Eva. Mem-fan-alle-libbenen bitsjut dat wurd.

Wylst Adam en Eva it Easten út gyngen, stiene foar it forlerne paradys de ingelen op wacht om elk to kearen dy't it weagje soe en gean nei de Libbensbeam.

Twa broers

IT WIE AL WER MEAR AS HÛNDERT jier lyn dat de minsken fordreaun wiene út it paradys en Adam en Eva hiene al greate bern. Kain, de âldste soan, wie in lânbouwer, krekt as syn heit, en Abel, de twadde, waerd in skieppehoeder dy't dei oan dei it fjild yngie mei in keppel skiep en geiten. Adam hie syn bern alles forteld hwat er wist fan God; hy learde har hoe't se bidde moasten en letter, doe't se great wiene, droech er har op to offerjen.

Abel wie in man dy't de Heare leaf hie en altyd wer wie it offerjen him in geniet.

Mei alle soarch socht er de bêste raem fan 'e keppel út en as er it bist deade en op it alter lei, moast er iderkear wer tinke: sa hie ík mei myn sûnden de dea fortsjinne en sa moast myn bloed yn 'e ierde rinne. Dan heve er de hannen omheech en tanke God dy't him alle goede dingen joech: de molke fan 'e keppel, de waerme wol en it streksum fleis.

Kain wie hiel oars. As dy thúskaem fan it wurk, wurch en yn 'e ein en syn sober jounmiel iet, dan stie him de holle net nei tankjen. Hwerom soe er God tankje foar it brea dêr't er sels foar switten hie? Soms tocht er dat God him gram wie en it op him forsjoen hie: hoe wie oars de groun sa wreed, de sinne sa gleon, de risping sa earmoedige lyts? Hy koe der net by dat Abel altyd sa tofreden wie en sa tankber: in greate keardel dy't as de bern mei in bytsje bliid wie! Hy mocht der him suver net mear om lije en tiden lang mijde er him en sei net folle tsjin him.

Op in kear wie it wer tiid ta offerjen. Kain naem fan syn fruchten, in skeaf fan 'e bêste weet en mei in somber gesicht seach er hoe't de ieren oan jiske baernden. Hy tocht oan alle soarch dy't er hawn hie om it sa fier to krijen, oan alle wurgens, oan it bitend swit - mar net oan God, dy't de waechsdom joech. Mei in skean each seach er nei Abel dy't stie to bidden. Bidden, tocht er bitter, dat is neat foar my. Hy frege God net om gunsten, hy soe himsels wol troch it libben slaen!

Mar doe't er letter murk dat God Abel syn offer oannommen hie en sines net, dat God Abel seinge en dat hím alles tsjinroun, doe waerd er forgrimende lilk. Seis woe er neat fan Gods gunsten witte, mar Abel gunde er se dochs ek net. Hwat langer hwat mear krige er in hekel oan him; op it lêst groeide dat oan ta in wylde haet, dêr't er nachts net fan sliepe koe. Deis gie er syn wegen, wrokjend, somber, de holle foardel en soms hie er oanstriid om Abel to deadzjen.

Op in kear doe't er allinne wie, spriek God him oan en warskôge him. ‘Hwerom bistû sa grammoedich en litst de holle hingje? Bikear dy en dan meist de holle frij opstekke, mar wit dat de sûnde op 'e loer leit en tink der om dat er dy net yn 'e macht kriget.’

Kain sei gjin wurd werom. Hwat hie God him der mei to bimuoijen? Hy soe sels witte hwat er dwaen soe; hy wie gjin ûnmounich bern mear. Mar sá koe it net langer, dat wie al wier. En koart dêrnei lokke er Abel mei it fjild yn. Doe't se fierdernôch wiene sprong er ûnforhoeds op him ta en sloech as in wyld op him yn. Earst doe't Abel oan syn fuotten lei en gjin lûd mear joech, bikaem syn gleone grime. Mei greate stappen gyng er fuort. It spiet him net dat er it dien hie, mar hy fielde dat er nou de dea fortsjinne hie en hy waerd bang. Mar doe't God him to-mjitte kaem en frege ‘Hwer is Abel, dyn broer?’ doe bihurde er syn hert en sei greatsk: ‘Ik wit net, bin ik myn broers hoeder?’ Doch mar gjin muoite, woe er sizze, ik wol myn skuld net bilide, ik freegje gjin genede.

Der wie ek gjin genede foar him. Strang spriek de Heare it fonnis oer him út: ‘Nou dan, wês forflokt op 'e groun dy't syn mûle opdien hat om dyn broers bloed fan dyn hân to ûntfangen. Astû it ierdryk bouwe silst, it sil dy syn krêft net mear jaen; swalkjend en doarmjend silstû wêze oer de ierde.’

Kain bûgde de holle; nou, nei dizze freeslike flok, woe er it wêze dat er bang wie. It wie as seach er syn broer wer lizzen, as hearde er de stimme fan it bloed fan Abel dat rôp om wraek. ‘Ik wit it wol’ sei er somber ‘myn skuld is to swier om to dragen.

Dit lân hjirre forbiede Jo my, mar al swalkje ik noch sa fier, de iene of oare kear fine se my en slagge se my dea.'

En jitris naem de Heare it wurd. 'Net ien sil dy deadzje, dêr sil Ik foar soargje. Elk dy't dy deadwaen doarst soe sels de dea stjerre, hwant sawnfâldich sil Ik Kain wreke oan elk dy't him to-nei komt.' En doe 't Kain it net leauwe woe liet de Heare him in teken sjen dat er wis wêze koe dat gjin bloedwreker him fine soe.

Gjin wurd fan tank kaem oer Kains lippen. Hy hie de dea fortsjinne en nou mocht er ynpleats libje en krige er tiid ta birou, mar ek dêr wie er net bliid om; hy seach allinne mar dy flok dy't him oeral folgje soe en fan birou oer de sûnde wist er net. Sa teach er it Easten yn, biladen mei syn skuld. Ien fan syn susters, dy't syn frou wie, naem er mei op dizze reis sûnder ein. Doe't se Abel nei hûs ta droegen, syn sterke lichem kâld en dea, wie it Eva as soe it

hert har brekke. Smert soe se hawwe om har bern: nea hie se it sa goed bigrepen as dizze dei, nou't se mei ien slach twa soannen forlear. Hwant Abel leine se yn it grêf, mar Eva wist it, slimmer as dizze deade soan wie har âldste forlern.

En iderkear, dy drôve dei, moast se tinke oan Kain. Hwat hie se bliid west doe't se him foar it earst yn 'e earmen hie, it alderearste bern dat op ierde berne wie, sa lyts en neatich, mar dat in man wurde soe, as Adam sa great en sterk. Hja hie tocht dat dizze earste de man wêze soe, dy't de slang forslaen en de flok weinimme soe. En yn har greate blidens hie se sein: ‘Ik haw, mei help fan 'e Heare, in man to wrâld brocht!’

En nou wie er de earste moardner en soe se him nea wer sjen...

Twa stagen

EN AL MAR FIERDER SWALKEN SE de ierde oer, Kain en syn frou en nearne founen se rêst. Swier moast Kain bodzje op 'e hurde, wrede groun en noch koene se skraechwurk itende bliuwe. Soms sette er him nei wenjen op in plak en tocht: hjir wol ik bliuwe; mei alle macht joech er him oan it wurk, mar foar't de fruchten ryp wiene, kaem der hwat tusken, dat it mislearre. Dan fleach it him sa mar oan; hy mocht dy oarde net mear sjen en op 'e nij swalken se fierder, op oar aventûr.

Letter krige er bern; binammen de âldste, Henoch, wie er wiis mei. Mar ek dat makke him net rêstiger: altyd wer dreau dy flok him fan hûs en de wrâld yn. Mar as er dan ivich in swalker bliuwe moast, dan soene tominsten syn wiif en bern in feilich honk ha en sa boude er in stêd. It sil net folle mear as in iepen romte west ha, mei in ringmuorre fan losse stiennen, mar hy wie der wakker greatsk op en neamde him nei syn âldste: Henoch.

Der gyngen jierren en jierren foarby. Kains famylje waerd al greater, mar der wie by dy hiele staech net ien dy't de Heare tsjinne. Hoe soe dat nammers ek kinne mei in heit dy't nou nearne mear oan die en dy't in wrok hie tsjin God?

Der wie in man yn 'e famylje dy't Lamech hiet. In sterke, wrede keardel wie it, ien dy't allinne foar himsels libbe en om God noch syn gebot hwat joech, de earste dy't it weage en nim twa froulju ynpleats fan ien. Ien fan syn soannen wie in féhoeder, in machtich man, dy't ezels en kamielen hie en kij oansette en dy't de earste wie dy't fan bistefellen tinten spande. De twadde soan, Jubal, hie forstân fan muzyk en wie de earste dy't siters en fluiten makke. Mar mear noch as mei dizze knappe soannen hie Lamech mei de tredde op, dy't Tubal-Kain hiet en dy't de earste smid wie en dy't fan koper en izer messen en swurden makke. Dat wie in man neffens Lamech syn hert! Nou mochten syn fijannen opkomme, dan soe er se! En op in kear doe't er wer it flamjend swurd swaeide en syn beide froulju nei him stiene to sjen, stiigde de greatskens him sa nei de holle, dat er dichter waerd en it liet song fan 'e wraek:

> Ada en Silla, harkje nei myn stim; jimme froulju fan Lamech, fornim myn reden!
> In man forslaen ik om in woune, en in jonge om in bûde!
> Wurdt Kain sawnfâldich wreke, Lamech sawn-en-sawntichfâld!

En al greater waerd de famylje fan Kain en al mear joegen se har oan 'e sûnde oer. Alles diene se mar hwat it wylde hert har opjoech en op it lêst joegen se nearne mear om.

Lokkich dat der ek noch oare minsken wiene. Fuort nei de dea fan Abel hiene Adam en Eva wer in soan krige, Seth, en ta har greate blidens tsjinne dy, doe't er great wie, de Heare. Yn 'e dagen fan syn soan Enos bigounen de minsken út 'e staech fan Seth foar it earst byinoar to kommen om de namme des Heare oan to roppen. Fansels wiene ek de bern fan Seth gjin hilligen, ek hja diene sûnde, mar as se yn it kwea foelen wisten se fan birou en boete.

Ien man út it slachte fan Seth libbe bysûnder ticht by God; by alles dat er die frege er nei Gods wollen en hy gie mei God om as in man mei syn freon. Hy waerd net âld, dizze Henoch, mar trije hûndert en sechstich jier; doe naem God him wei en sûnder stjerren gyng er de himel yn.

Sa libben dêr de earste ieuwen twa stagen njonken elkoar, dy fan Seth, dy't de bernfan-God neamd waerden en de Kaïniten, dy't God net frezen, en har eigen wegen gyngen.

Doe't de beide famyljes al greater waerden, kamen se al tichter by elkoar to wenjen. Jonge keardels út 'e staech fan Seth swalken de bergen oer om nije wenromte to sykjen en troffen de bern fan Kain. Hja gyngen mei har en setten greate eagen op by al dy wielde: de machtige keppels fé, de donkere tinten, it blinkend wapen-ark. Hja seagen de feinten en fammen dounsjen op 'e muzyk fan fluiten en siters en al faker gyngen se der hinne en al fûlder waerd de bigearte nei rykdom en wielde, nei in libben sûnder soargen. Fansels murken se ek al gau de sûnden fan 'e Kaïniten: har greatskens en opstannigens, har flokken en swarren, de ûnsédichheit, de wylde rûzjes, mar al dy dingen wenden. Op it lêst wiene der jonge mannen út 'e staech fan Seth, dy't in frou namen út 'e dochters fan Kain.

De âlde fromme minsken skodden de holle. ‘Dat kin net goed gean,’ seine se, ‘mei dy wylde froulju; nou hearre jim al heal by dat Kainsfolk en mei koarten lokje se jim hielendal op 'e forkearde wei.’ Mar hwat hja ek seine, it wie om 'e nocht. It luftich jongfolk lake der om. Sa gau lieten se har net meitroaije; wacht mar, it koe noch wol ris sa bislaen, dat ynpleats de bern fan Kain har bikearden. En al mear trouden de beide stagen yninoar om; fammen út Seths famylje trouden mei Kaïniten en op it lêst wie der gjin ûnderskied mear. Ynpleats fan twa aparte stagen wie der nou ien machtige stam, mar in stam dy't fan God net mear witte woe.

Hwant it kaem sa't de âlden al tocht hiene: doe't de bern fan Seth al mear omgong mei de Kaïniten krigen, bigounen se God to forjitten; hja offeren net mear en mienden dat se harsels wol rêdde koene. Doe 't dat jierren duorre hie, wie der hast net ien mear dy't God noch tsjinne. Elk die mar hwat er woe, gjinien frege mear nei wet en rjocht, de himel neamden se net mear, sa hie de ierde en it ierdske libben har yn bislach.

It like ek wol as waerd it libben al riker en bloeijender, de minsken al knapper en sterker. Al mear krigen se it wurk yn 'e macht, al mear hellen se út 'e groun, al wieldriger namen se it der fan. Sterke, soune bern krigen se, dy't opgroeiden ta kante, feardige keardels, reuzen suver, sa sterk en sa great.

Lange tiden gyng dat sa troch en al mear kamen se yn 'e macht fan 'e sûnde. De âlde fromme minsken, dy't Adam noch kend hiene, stoaren de iene nei de oare en fan de jongerein wie der mar ien dy't him de tsjinst fan God net skamme. Dy iene wie Noach, de soan fan Lamech, in man út it skaei fan Seth.

En doe't it sa fier kommen wie, en it like as soe de Satan dochs noch ta syn doel komme en as soe hiel it minskelibben ûndergean yn sûnde en ûngerjochtichheit, doe kaem der in ein oan Gods geduld. Lang hie er de sûnden fan 'e minsken fordroegen, mar nou't it noch oan dy iene, Noach, stie, nou soe er oer de minsken komme mei in wetterfloed dy't hiel dat fordoarne Kainsfolk fordylgje soe en allinne Noach, mei syn trije soannen en har froulju, soe bihâlden bliuwe. It bislút stie fêst, it oardiel soe komme, mar gjin minske noch duvel soe ea sizze kinne dat Hy, de Heare, gjin geduld genôch dien hie.

Yn Syn ûnbigryplike genede joech er har noch hûnderttweintich jier de tiid.

De floed

HY WIE IN GREAT PROFEET, dizze Noach, in man dy't lyk as Henoch destiids, wannele mei God, de iennichste dy't noch nei Gods wurden harke en fan it kommend oardiel wist. Hy wie ek in iensum man. De minsken bigriepen him net en mijden him; hja koene der net by dat er nea meidie oan har feesten en sûnden, dat er altyd mar wer fan straf en sûnde spriek, dat er noch altyd boude oan dat nuver skip. Dwylsin founen se dat: in skip to bouwen yn it berchlân dêr't it wetter nea komme koe! Hy moast wol in somber man wêze, tochten se, in ûngeloksprofeet, dy't gjin freugde yn it libben hie en in oar net in bytsje wille gunde.

It wie al wer lange jierren lyn dat God him foar it earst it oardiel oansein hie. Hy

... spriek Noach de minsken ta en warskôge har

allinne mei syn soannen en har froulju soe bihâlden bliuwe yn in skip dat er bouwe moast en dêr't er plak yn meitsje moast foar in great tal dieren: fan alle soarten twa, in mantsje en in wyfke, en sawn pear fan 'e reine dieren. Út dy acht minsken soe nei de greate floed it nije minskdom groeije, út dy bisten in hiele wrâld fan dieren. Sa soe it rjochtfeardich oardiel oer in forflokte ierde gean en dochs soene minsken en dieren net útstjerre en de Satan net ta syn doel komme.

Noach twivele net doe't er Gods wurd hearde en daliks bigoun er syn plannen to meitsjen. It wie gjin lyts krewei, in skip fan hûndertfyftich meter lang, en fiif en tweintich meter breed en fyftjin meter heech! Mei trije fordjippingen moast er it meitsje en mei hokken foar al de dieren; it moast bistand wêze tsjin it gewelt fan 'e weagen en alhiel wetterticht; dat it ferge gâns omtinken en rekkenjen foar't de bou bigjinne koe. Doe moasten yn 'e bosk de hege spjirren kappe wurde en nei it bouplak sleept en fakentiids joech it muoite om help to krijen by minsken, dy't de gek hiene mei syn arke. Letter waerd dat better doe't syn trije soannen, Sem, Cham en Jafeth great wiene.

Der kaem in dei dat it skip fan Noach klear wie; heech en hoekich stie it foar de blauwe loft, it blank en rûkend hout mei pik bistrutsen, in dea en donker ding boppe it bloeijend lân. En foar it lêst spriek Noach de minsken ta en warskôge er har. Hy wist net hoe faek er dat al net dien hie, dizze hûndert tweintich jier, hy wie lang de tel al kwyt, mar it hie net holpen. Hja laken him yn syn gesicht út. Dy floed, dat koe ommers net en as it al heech wetter waerd, hja wennen ommers yn 'e bergen! Hy moast dan mar yn dat donkere skip krûpe as er dêr sin oan hie, hy en syn frou en syn soannen en de trije jonge froulju - dy doarsten ek hwat oan en trou yn sa'n famylje! - mar hja bleauwen bûten, yn 'e sinne en ûnder de hege loft.

Sa kaem de lêste wike en it bifel om yn 'e ark to gean. Nijsgjirrich seagen de minsken der nei hoe't de fjouwer mânlju de ark bigounen to laden: gong nei gong oer de swypkjende planken, weet by it sekfol, ta spize foar de minsken en foar alle bisten foer. Wiis skodden se de holle. Bigriep dy Noach dan net dat it wurk om 'e nocht wie en hiel dy floed in fabel? En fûlder waerd har spot, feniniger har hún.

Mar doe't de oare deis de dieren bigounen to kommen, yn lange rigen en twa by twa, de kij en de skiep en de geiten, mar ek de wylde bisten en de fûgels, doe laken se dochs sa lûd net mear. Hwat wie dat foar in man, dy Noach, dat er sels de dieren fan it fjild bitsjoende en lokke yn syn ark? Of soe der dochs hwat oan wêze fan dat wankend oardiel? It koe hast net, de loft wie sa blau, de sinne skynde sa waerm en alles bloeide en die... Mar dy bisten? Doe't oan 'e ein fan 'e wike alle dieren to plak wiene gyngen de minsken yn 'e ark; Noach it lêst. Noch ien kear by de doar seach er om nei de minsken dy't him bispot hiene en forhúnd, dy't syn wurden yn 'e wyn slein hiene en dy't er dochs sa graech rêdde wollen hie; noch ien kear liet er syn eagen gean oer de ierde, oer de ikkers tichteby, oer de bosken yn 'e fierte, oer de hege bergen dêr't nou mei gauwens it wetter boppe stean soe. As er nou noch mar ien kear sprekke mocht, as er nou mar ien rêdde koe... Mar nou mocht it net mear. Langernôch hie God geduld hawn, nou wie it to let. Hy gie yn 'e ark en achter him die God de doar op 't slot.

De deis dêroan bigoun it. Út de donkere, leechhingjende wolkens rûze de rein oan ien wei del en tagelyk spjalte de groun en briek it wetter nei boppen. Bang sieten se byinoar yn 'e ark, de acht minsken, en hearden nei it kletterjen fan 'e rein op it houten

skip. Kaem der dan nea gjin ein oan dat machtich rûzjen, dat nou al ûren en ûren duorre? Dy nachts koene se der net fan sliepe mar letter wende it en hearden se it hast net mear. En it wurk wie der: der moast iten klear en de bisten moasten har foarsoarging hawwe; dat hja hiene it drok de hiele lange dei en jouns wiene se wurch en yn 'e ein en sliepten troch alles hinne. Op in dei rekke de ark los fan 'e groun, it wetter tilde him op en nou skommelen se op 'e floed; in frjemd gefoel wie dat, mar bang wiene se net, hwant hja wisten har feilich yn Gods hoede.

It duorre omtrint sels wike, dat skriklik reinen: fjirtich dagen en fjirtich nachten. Doe waerd it stil, mar hja leauden it earst hast net iens, sa sûze it har noch yn 'e

holle. Hja bigriepen wol dat nou it wetter heech boppe de bergen stie en dat alle libben op ierde ûndergien wie, bisten, minsken, famylje en kunde. Mar by alle leed om dizze freeslike ramp wie der ek de greate tankberens, dat God har biwarre hie en dat er har nou droech, heech op 'e floed yn dit skommeljend skip.

Lang bleau it wetter op 'e selde hichte stean; soms reinde it wer mei fûle fleagen, dan wie it wer droech en skynde de sinne oer it wide wetterflak. Nei hûndertfyftich dagen bigoun it wetter to sakjen en al hiel gau rekke it greate skip oan 'e groun en bleau sitten op in berch, de Ararat. Dat joech in wûnder feilich gefoel, mar, sa ticht by de goede ierde, like it hast as foel it wachtsjen nammersto langer.

Nei jitris tritich dagen seagen se boppe it wetter de toppen fan 'e bergen; wer fjirtich dagen letter liet Noach in raven út. Bliid wjokke de swarte fûgel nei ûnderen, mar al gau wie er der wer; dagen lang gyng dat sa en fleach de raven hinne en wer oan't er einlings weibleau. Wer in wike letter liet Noach in dou fleane, mar dy kaem al gau wer werom; noch in wike letter kaem de dou de jouns wer thús mei in grien figeblêd yn 'e bek. Dêr wiene se suver stil fan, dy acht greate minsken: dat simpele blêd wie har in teken dat der wer nij libben sprute út 'e deade, fordronken ierde. De trêdde wyks bleau de dou foargoed wei. En wer moasten se wachtsje, dagen en wiken lang.

Nei in moanne, doe't Noach op 'e ark stie, seach er dat djip ûnder har de ierde droech wie, mar it duorre wiken foar't de groun hurd wie en God har hiet om út 'e ark to gean. Hwat in blide dei wie dat foar dy acht swalkers doe't se, nei safolle moannen, foar it earst wer op 'e ljochte, romme ierde stiene; hast earbiedich setten se de fuotten op 'e âlde groun en djippe tankberens wie der yn har hert. Hja koene it noch hast net bigripe dat hja nou mei har achten de iennichste minsken wiene op 'e wide wrâld en dat nou oan dizze fjouwer mânlju en fjouwer froulju it libben fan it minskdom hong. En dêrmei wiene der daliks de soargen: hoe moast it komme mei al dy wylde dieren dy't yn 'e ark oan 'e minsken wend wiene, mar dy't nou fêst forwylderje soene? Hoe maklik koene se dit lytse keppeltsje net oerfalle en forskuorre? Gjin wûnder dat Noach, doe't er fan 'e reine dieren de Heare in brânoffer brocht, ek om biskerming frege tsjin it gewelt fan 'e dieren. En God forhearde him. Hy ûnthiet har dat it minskelibben net ûndergean soe yn 'e striid tsjin de wylde bisten, Hy joech de minske de hearskippij oer de dieren en joech har it frij de dieren to deadzjen en fan har fleis to iten. Mar ek tsjin it gewelt fan 'e minsken biskerme er har. Net langer soe de minske it oardiel oer de moardner oan God oerlitte moatte, lyk as destiids oer Kain, mar tonei soe de minske de plicht en it rjocht hawwe de moardner to deadzjen. ‘Hwa't minskebloed forjit, syn bloed sil troch de minske forgetten wurde.’

En doe't de Heare sa it libben fan 'e minske bifeilige hie, hie Er in opdracht foar har: ‘Wês fruchtber en formannichfâldigje jim en meitsje de ierde foll’ It moat har wol frjemd yn 'e earen klonken hawwe, dy acht minsken: meitsje de ierde fol. Mar hja hearden it wurd fan God en leauden it: hja hiene to folle fan Syn almacht sjoen om oan Syn wurd to twiveljen. En dat hja nou net tinke soene: hwat jowt it dat wy skreppe en de ierde bouwe en alles út 'e groun helje dat kin, as der doch wer sa'n floed komt en alles fornielt - sei de Heare har ta, dat Er net wer sa'n floed komme litte soe om alle libben to fordylgjen. Tonei soene siedzjen en rispjen, kjeld en hjitte, winter en simmer, nacht en dei net ophâlde oer 'e ierde. En ta teken fan dat forboun dat Er oprjochte mei Noach en syn bern, sette God yn 'e loft de reinbôge. Tankber seagen

de acht minsken op nei de loft dêr't de bôge mei sawn kleuren op 'e donkere wolkens blonk.

Doe doarsten se it libben wer oan en joegen har ta it wurk.

Babel

STADICH GYNGEN DE JIERREN foarby en stadich groeide yn dat hege berchlân dy lytse minskefamylje. Trou diene se it wurk dat God har oplein hie en fan heit op soan joegen se it bifel troch:

‘Wês fruchtber en meitsje de ierde fol.’ En altyd wer moasten se de jonge minsken fortelle fan de greate floed en fan dy wûndere reis yn dat wûnderlik skip, dat dêr noch altyd heech en donker lei op 'e top fan 'e Ararat.

Fansels, ek dizze minsken wiene gjin hilligen en ek yn har herten wenne de sûnde. Ien kear - Sein, Cham en Jafeth hiene al greate bern - hie Noach in wyngert plante en doe't er letter dronk fan 'e sterke wyn, wie er dronken wurden. Doe hie er him neaken útklaeid en sa sliepte er syn roes út oer de flier fan syn tint. Sa hie Cham him foun en ynpleats dat er syn heite skande stilhâldde, hie er it fierder forteld en hy en syn âldste soan, Kanaän, hiene der de spot mei dreaun. Lokkich wiene doe de beide oare soannen kommen en hiene earbiedich har heite skande bidutsen, mar Noach, doe't er wekker waerd, hie dochs heard hwat Kanaän en Cham him oandien hiene. Doe wie jitris de geast oer Noach kommen, mar ditkear net de geast fan 'e wyn mar de Geast fan God, en hy hie in flok útsprutsen oer Kanaän en in hearlike seine oer Sem en Jafeth. It slachte fan Sem soe seinge wêze yn 'e Heare en letter soe it skaei fan Jafeth diele yn dy seine. Sels wist Noach net hoe't dat krekt komme soe, mar hy wist dat de ieuwen troch dy seine en dy flok syn wurking dwaen soe yn hwa't nei him kamen.

Sa wurke de sûnde yn it hûs fan dizze greate Godsman, mar der wie ek birou oer it kwea by Noach, en de seine oer Jafeth en Sem en God wie deunby. Mar letter, doe't Noach der net mear wie en de trije broers net mear en doe't de famylje al greater waerd, bigounen se God al mear to forjitten. It houten skip op 'e berch wie lang al forgien, de Greate Floed wie in âld en moai forhael, de bôge op 'e wolkens net langer it teken fan Gods trou. En dat bifel des Heare, meitsje de ierde fol, dat wisten se noch wol, mar hja woene der net neffens dwaen...

Der kaem in tiid dat de minsken to machtich waerden yn dat berchlân en dat hja op syk gyngen nei rommer wengebiet. Dat founen se yn 'e wide flakte tusken de Tigris en de Eufraet en dêr, yn it lân fan Sinear, setten se har nei wenjen. Hja bouden de fette groun, ieten de skoandere weet en it fleis fan 'e keppel en dronken de sterke wyn, dy't as fjûr troch de ieren rint. It foldie har sa skoan dat hja dêr altyd bliuwe woene. Dat it tsjin Gods bistel yn gie, dêr joegen se neat om!

Yn letter jierren fielden se har yn 'e flakte noch better thús. Hja learden om fan 'e rivierklaei stien to bakken en mei it asfalt út 'e groun mitselen se dêr sterke muorren fan. Sa groeide der nei forrin fan tiid midden yn 'e flakte in greate stêd, dy't letter de namme Babel krige. Doe woene se tominsten yn 'e flakte bliuwe en doe't it tal minsken al mar oanwoun en guon jonge minsken praetten fan forfarren, doe makken de lieders it plan om in hege toer to bouwen. Dy toer soe in teken wêze fan har macht, mar tagelyk ek it teken fan har ienheit. Om dy toen hinne soene se wenjen bliuwe en hoe fier t se ek swalken, op jacht of mei de keppel, altyd soene se boppe de horizon dy spits sjen en dêr werkomme.

En stadich, boppe de lege huzen, riisde breed en hoekich de toer fan Babel. Elk moast meibouwe; dy't net woe, waerd mei gewelt twongen. Dy toer moast klear en al hurder skrepten se, al langer makken se de dagen en fûlder sloegen de swipen oer de bleate rêggen.

Mar út 'e hege himel wei seach de Heare del op it wurk fan 'e minsken; Hy seach de toer en Hy seach yn 'e herten fan 'e bouwers; har greatskens seach Er, har dryste moed, har opstân tsjin Him, har húnjende spot. Kom, tocht Er, lit Ús deltsjen nei de

ierde en dat wurk forsteure: dit is it earste wurkstik dat hja meiïnoar meitsje en as dit har slagget sil der gjin ein wêze fan har greatskens en sille se neat mear skromje.

En ûngemurken kaem Er del en foroare har hert: hja bigounen ûngelyk to tinken oer dingen dêr't se it altyd iens oer west hiene, hja koene elkoar mar min fordrage en dy't juster noch ienriedich bouden, stiene hjoed mei gleone koppen foarinoar. En, ûngemurken earst, foroare ek har tael: wurden krigen in oare bitsjutting, klanken foroaren sa mar, en de iene forwiet de oare dat er de tael forknoeide dy't harres meiïnoar wie. Dat joech forheftige skelen dy't gâns kwea bloed setten en dêr't al mear mei yn bihelle waerden. Op it lange lêst stie man tsjin man, famylje tsjin famylje en bruiden se it ark der hinne: it greate wurk lei stil.

Doe smiet in lytse, dryste ploech de kop yn 'e nekke en teach de wrâld yn, de flakte fan Sinear út. Hwat maelden se mear om dy stêd en dy huzen en dy forûngelokke toer? Der wie op it lêst mear goed lân as dizze iene flakte! Dat wie it bigjin: al mear groepen gyngen de wrâld yn en sochten in gaedlik plak to wen jen. Letter groeiden dy groepen ta stammen út en de stammen ta folken, elk mei in eigen lân, in eigen aerd, in aparte tael.

En sa kamen se, tsjin har wil en sûnder dat hja it wisten, dochs noch it Godswurd nei. Net langer hokke der ien greatsk folk om 'e toer fan Babel gear, mar oeral wennen folken en swalken al fierder fuort. En net mear ien minskdom sette alles op alles yn in dryste opstân tsjin God, mar folk stie tsjin folk en yn 'e striid tsjin elkoar waerd har macht en ienheit brutsen. Sa wie der in seine yn 'e straf en yn it oardiel genede en waerd de sûnde stuite.

Lang noch stie boppe de stêd fan Babel it brokstik fan 'e toer, teken fan minskene macht en ûnmacht, teken tagelyk fan Gods grime en gunst...

Mei de bitizing fan 'e talen hie God de wurking fan 'e sûnde opkeard, mar yn 'e folken bleau de sûnde en groeide mei de ieuwen. Der stiene hearskers op, Nimrod wie de earste, dy't alle folken ûnder har skepter twinge woene en sa dochs wer in ienheit smeije tsjin God, mar dy greatske plannen rounen to neate: God woe de ienheit net. Doe't op it lêst de sûnde alle folken yn 'e macht krige en it like as soe it dochs wer op in skriklik oardiel ta-gean, kaem de Heare op 'e nij fan wegen. Hy liet de minsken foar in tiid oan har needlot oer en formearre Himsels in folk dat Syn eigendom wêze soe en Syn Wurd en Wet biwarje en dat, nei lange ieuwen, troch Jezus Kristus, dochs wêze soe ta heil fan alle minsken en fan alle folk op ierde. Dit is dan de ein fan 'e skiednis fan 'e minsken en it bigjin fan 'e skiednis fan Gods folk.

boek II
it folk

Abram, de roppene

NET FIER FAN 'E MOUNING FAN 'e rivier de Eufraet lei de greate drokke stêd Ur. Tûzenen minsken wennen binnen de mânske muorren, machtige keningen hearsken neffens strange wetten, karavanen brochten skatten oan út fiere, frjemde lânnen, rike féhoeders, dy't simmers mei de keppels swalken en yn tinten wennen, hiene yn 'e stêd har winter-hûs. Ien fan dy hoedersfoarsten wie Tearach, in man út it slachte fan Sem. Hy hie trije soannen, Abram, Nahor en Haran; de beide lêsten hiene sels al greate bern, mar Abram, dy't mei syn healsuster Saraï troud wie, hie gjin soan.

It wiene hiel gewoane minsken, dizze lytse famylje fan Semiten, wol ryk oan fé fansels, mar fierder neat bysûnders: hja diene trou har wurk, pasten op 'e keppels en fan tiid ta tiid, om 'e goaden ta freon to hâlden, brochten se in offer yn 'e rimpel. Allinne Abram wie oars as de oaren; hy hie gjin frede by de tsjinst fan al dy goaden en goadinnen en sels de moannegod Sin, dy't de measte offers krige, leaude er net oan. Hy tocht dat der mar ien God wêze koe, in God dy't himel en ierde makke hie en alle ding bistjûrde, mar net ien koe him de namme fan dy God fortelle en dus wist er ek net hoe't er Him tsjinje moast. Soms hie er langst om fuort to tsjen, fier fan dy stêd mei timpels en preesters, om in nij libben to bigjinnen yn in nij lân. Mar dêr praette er mar net ienris oer mei de oaren: hja soene him dochs net bigripe.

Mar hy wie al bliid doe't syn heit op in kear de famylje gearrôp en sei dat er forfarre woe, it Westen yn, de kant op nei Kanaän. Dat wie to-minsten gjin lân fan machtige stêdden en greate timpels en krekt in oarde foar har mei har keppels lytsfé.

Hja gyngen allegearre mei, op Haran nei, dy't stoarn wie. Om de iene of oare reden kamen se lykwols net yn Kanaän, mar sahwat op healwei, yn 'e stêd Haran, setten se har nei wenjen. It foldie har dêr bêst, de keppels dijden en hja krigen de romte fan fé en slaven. Ek Abram skikte him en hy tocht net oars, as hy soe syn dagen fierder yn Haran slite.

En krekt doe't hy sels der net mear oer tocht om fierder, wie it Gods tiid. Op in kear, it sil wol yn 'e stilte fan 'e nacht west ha, spriek de Heare him oan: ‘Gean út dyn lân en út dyn sibbe en út dyn heite hûs nei it lân dat Ik dy wize sil. En Ik sil dy ta in great folk meitsje en dy seingje; Ik sil dyn namme great meitsje en wês in seine; en Ik sil seingje dy't dy seingje en forflokke dy't dy forflokt en yn dy sille alle slachten fan it ierdryk seinge wurde.’ Lang tocht Abram oer dat Godswurd nei en hy wie tige bliid. Nou soe er dochs noch fuort moatte en brekke mei de goaden fan Haran, nou soe er de Iene God dochs kennen leare en tsjinje, syn libben lang! Allinne koe en him net bigripe hwerom't hy krekt roppen waerd en hwerom't dy stream fan seine nou krekt foar him wêze moast. En hoe koe hy ta in great folk wurde, in man fan fiif-en-sawntich jier en sûnder bern? Hy koe der net by, mar ien ding stie fêst: hy soe gean dêr't God him rôp! Syn folk en lân moast er forlitte, mar hwat hindere dat, nou't er sels ta in great folk wurde soe? En dat er út syn heite hûs gean moast, dat wie net slim, nou't God syn heit wêze woe en mei him reizgje nei it frjemde lân. Hy wist net iens hwêr't er hinne moast, mar it lei him by dat it Kanaän wêze soe, it lân dêr't destiids syn heit al hinne woe.

Net folle dagen letter gie de karavaen op reis: Abram, syn frou Saraï, Lot, de soan fan syn forstoarne broer en dêrefter de slaven mei de keppels. It ôfskied fan syn âlde heit en fan 'e oaren hie swierder west as er earst tocht hie, mar dat wie nou foarby

en moedich, fan syn hege kamiel, seach Abram de fjilden oer en de takomst yn. Mei sa'n heap fé by har koene se fansels net fluch reizgje en faek hiene se al de tinten opslein foar de nacht, ear't se yn 'e fierte de wite sniekoppen seagen fan 'e Libanon en, tichteby, de blauwe marren fan 'e Jordaen. Mar dêrmei wiene se dan ek yn Kanaän en fan Noard nei Súd reizgen se it hiele lân troch.

It wie by Sichem, ûnder de greate Wiersizzersbeam, dat Godsels by Abram kaem en sei, dat dit nou it lân wie dat Er foar him ornearre hie en dat hjir nou letter it folk des Heare wenje soe. Op datselde plak brocht Abram de Heare in offer en doe teagen se mar wer fierder, it Suden yn. Tichtby de âlde stêd Hebron, yn it Suder-

lân, dêr't net folle minsken wennen en dêr't romte wie foar de keppels, sloegen se foargoed de tinten op.

Abram en Saraï tochten fêst dat God har nou mei gauwens bern jaen soe, soannen en dochters, it bliid bigjin fan it biloofde folk...

Mar it kaem hiel oars út. Dat jiers, doe't hja noch mar krekt yn it Suderlân wennen, kaem der in greate droechte. Yn it heuvellân droegen de beken út en op 'e brune fjilden fortoarre it gers. Alle dagen wer oan stie de gleone sinne oan in blauwe loft: it tilde fan hjittens; de rein bleau wei. Abram bigriep it net. Wie dit nou it lân dat God foar him útsjoen hie, dizze droege toskroeide grounen? Wie dit de seine dêr't God fan sprutsen hie, dy wûndere nacht yn Haran? Biloofde er bern, dy ûnbigryplike God, en joech er ynpleats honger? Doe't ek de hjerstrein net foel op 'e tiid en it lytsfé stoar op it fjild, bigriep Abram dat er net langer bliuwe mocht. Wer rôllen se de donkere tinten op en pakten de have op ezels en kamielen en wer gyng de lange karavaen op stap, de moudige wegen lâns en oer de toarre steppen, de kant út nei Egypte, it lân dêr't wetter wie en iten foar minsken en fé.

Egypte, in grien en bloeijend lân moast it wêze, mar ek in lân mei frjemde seden en strange, ûnbigriplike wetten. Yn tiden fan droechte en krapte koe elk mar nei Egypte tsjen en foar elk wie der brea en wetter, mar fierder hie in fremdling der ek gjin rjochten. Der wie gjin wet dy't him biskerme en alles dat er hie, syn fé en slaven, syn frou en bern, koe de Farao bislach op lizze. It wie wol bard dat in frjemde reizger yn Egypte formoarde wie, allinne om't in rike Egyptner sin hie oan syn frou.

Oer sokke dingen tocht Abram doe't er dêr foar de karavaen útried, heech op syn roeikjende kamiel, en hoe mear't er him der ynjoech, hoe banger't er waerd. Saraï wie tige tsjep en hy hie wolris heard dat de Egyptners it foaral forsjoen hiene op froulju út syn lân. Hy huvere yn 'e wide mantel. It wie as seach er himsels al lizzen foar de tint, in Egyptyske dolk tusken de ribben, de bûnte klean ûnder it bloed. Sa soe it gean as er net oppaste! En Saraï koe er dochs net helpe; as hja har ha woene, namen se har dochs!

Der wie foar him mar ien middel om it faeije libben to rêdden: hja moasten beare dat se broer en suster wiene ynpleats fan man en frou. Fansels soene se Saraï dan noch gauwer helje, mar dat wie dochs net to kearen en sa hâldde hy to-minsten it libben. It bigreate him wol om har, mar hja wie op it lêst in frou en hy mòcht hjir ommers net stjerre: hy moast wer nei Kanaän ta en it great folk wurde. En in slimme leagen wie it ek noch net iens: hja wie nou ienris syn healsuster en Tearach wie ek har heit! It kaem net by him op, dat God machtigernôch wie om Saraï to biwarjen, ek sûnder syn lef bidroch...

Hy lei it har strang op hwat hja sizze moast en sa, as broer en suster, sloegen se har tinten op by de keningsstêd. It kaem krekt sa't Abram tocht hie, mar it wie de Farao sels, dy't fan syn frou hearde en har helje liet foar syn harem. Dat sa waerd Saraï de frou fan 'e kening en sa waerd Abram de Farao syn sweager. Fan alles joech de kening him: fé en slaven, sulver en goud en Abram moast it wol oannimme en beare dat er der wakker wiis mei wie. Hy hie nou ienris sein dat hja syn suster wie en nou doarst er de wierheit net mear sizze.

En doe gyngen de dagen en wiken foarby en Abram tocht fêst dat er syn frou foargoed kwyt wie. Hy hie it ek fortsjinne: om syn eigen libben to rêdden hie er har de kening jown; allinne út leffens hie er de frou forkwânsele dy't God him jown hie. Mar sels yn syn sûnde woe God him helpe en forgeat er Abram net. Yn it keningshûs briek sa mar ynienen in swiere pleach út en doe't de Farao ûndersyk dwaen liet hwêr't dat fan komme koe, kaem it al gau út dat de kening libbe mei in oarmans frou. Dêr moast wol in slach op komme, seine de riedslju fan 'e kening, dat de iene of oare God, miskien de God fan dy frjemdling sels, bisocht it paleis mei pleagen. Der wie mar ien middel op: dy frou moast fuort, sa gau mûglik!

Wyld lôge de grime fan 'e Farao op: hoe doarst dy féhoeder út it Suderlân him sa bidrage? Wie it gjin skande en forkeapje de kening in frou dy't lang al troud west hie en hwaens man noch libbe? Hy hie de dea fortsjinne, dy Hébreër, en as er net sa'n machtich God hawn hie, dan hie er

der ek wis oangien! Yn elk gefal soe de Farao him ris goed de wierheit sizze en hy gie it lân út, dy bidrager.

En sa is it doe bard: Abram moast foar de kening komme en krige syn frou wer mei, mar foar it paleis wachten soldaten him op en gyngen mei him nei hûs. Daliks moast alles ynpakt wurde en mei al syn hawwen en hâlden waerd er oer de grins set. De geskinken dy't de kening him foar Saraï jown hie mocht er mei-nimme: it wie de Farao to min en nim werom hwat er ienris jown hie.

Sa fluch as it koe reizgen se wer nei Kanaän, gâns riker as doe't hja hinneteagen, bliid, mar ek biskamme. Dat forgeat Abraham fuort net wer, hoe't er dêr as in bidrager foar de strange kening stien hie, hy, de freon en roppene fan God. En dat hie er ek leard op dizze frjemde reis: God soe him biwarje, hwêr't er ek hinne swalke en hwat er ek die en Hy wie machtiger as de heechste kening.

En doe wachten se to-gearre wer op 'e biloofde soan.

Abram en Lot

NEI DY TOCHT NEI EGYPTE bleauwen se net yn it Suderlân, mar setten se har nei wenjen by Bethel. Dêr wie mear gêrs, mar der wennen ek mear minsken en dat joech al gau nije swierrichheden.

De Kanaäniten, dêr't hja tusken yn kamen to wenjen, hiene it net op sokke frjemde ynkringers stean: it boulân wie al tiden ompart en de greiden wiene krap. En net allinne Abram hie greate keppels lytsfé, mar ek Lot hie gâns skiep en geiten. Net dat hja Abram en Lot hwat misseine; tsjin twa mannen mei sa'n heap feinten en slaven doarsten se net to bigjinnen, mar wol seagen se har mei skeane eagen oan en de forhâlding wie net sa't it hearde.

It waerd nuodlik, doe't der ek noch skeel kaem tusken de slaven fan Lot en fan Abram. It folk fan Abram miende dat har hear de earste rjochten hie: hy wie it haed fan 'e famylje en as it der op oan kaem wie dit lân him tasein en Lot net! De slaven fan Lot hâldden út dat it gêrs en it wetter harres meiïnoar wie. Dat joech iderkear wer spul en bytiden wiene se slaende deilis. It holp net folle dat Abram en Lot it hwat delbêdden, der wie nou ienris gjin romte genôch foar twa fébisitters en iderkear wie der wer hwat.

Abram bigriep wol dat it sa net langer koe: op 'en dûr soene hy en Lot ek rûzje krije en dêr wachten de Kanaäniten op. Hja moasten hjir wei, hoe gauwer hoe better, mar dan elk in kant út. It wie wol spitich, Lot hie gjin heit mear en hy wie de iennichste dy't Abram folge wie nei de frjemdte, mar it koe net oars.

As âldste fan 'e famylje hie er Lot fuortstjûre kinnen, mar sa woe er net en dêrom praette er mei him en sei dat it mar better wie om útinoar to gean. Lot moast mar sizze hwer't er hinne woe en dan gie hy, Abram, de oare kant út. It kaem net yn Lot op om syn omke de kar to litten: hy wist wol in goed plak en doe't er de kâns krige sloech er gau ta. ‘Goed’, sei er, ‘dan kies ik de Streek fan 'e Jordaen, dêr't de stêdden Sodom en Gomorra lizze.’

Abram hearde der suver nij by op, dat Lot dy kant út woe. It wie in fruchtbere streek, dat wie sa, mei gâns greiden en tige gaedlik foar in fé-hoeder, mar de stêd Sodom stie ek bikend om syn sûnde en ûngerjochtichheit. Dat wist Lot wol, mar sok ding telde er net as it om 'e bisten en om 'e rykdom gyng. Al gau gie er op reis, it

Easten yn. Doe't er letter hearde dat Abram wer nei it Suderlân tein wie, tocht er: hwat komt it goed út dat ik doe fuort mar tapakt haw. Foar gjin noch sa folle woe er wer nei Hébron ta, dat toarre heuvellân, dêr't it altyd lijen wie mei wetter en dêr't elke droege rite in slimme ramp wie. Dan wie it hjir better yn 'e flakte fan Sodom...

En it like yn it earstoan ek wol dat Lot it dêr yn 'e flakte mar skoan troffen hie. Syn keppels waerden aloan greater en al mear folk en slaven krige er. Mar hy hie noch net lange jierren yn 'e Jordaen-streek west, doe't sa mar ynienen in swiere ramp him trof.

Yn it keninkryk Elam, fier yn it Easten, hearske yn dy tiid in machtich kening, Kedor Laomer. Hy fierde hearskippij oer gâns lannen en stêdden en ek de keningen

fan 'e Streek brochten him elk jier swiere skatting. Machtige keppels lytsfé waerden elk jier nei Elam dreaun en ek Lot, dy't by Sodom wenne, sil dêr syn part wol ta levere ha. Mar nou hiene al dy folken en stammen yn it Westen har nocht en omdat Kedor Laomer yn it Easten ek fijannen hie, en dêr de hannen fol hie, seine se him de tsjinst op. Hiene se nou ek meiïnoar stien en in fiks leger yn it fjild brocht, dan hiene se it faeks rêdden, mar dat diene se net. Elk tocht dat it mei syn lân wol hwat tafalle soe en de oaren moasten mar om harsels tinke.

It kaem fansels net ta to fallen. Kening Kedor Laomer wachte dy hjerstmis forgees op 'e fette skiep en geiten; de lange winter forbiet er syn grime, mar doe't it oare jiers de wegen opdroege wiene nei de stjelpige maitiidsrein, stjûrde er in binde soldaten om dy opstannige stammen ris goed nei to sjen. En dy wylde, wrede mannen forstiene har fak: stêd nei stêd foel har yn hannen, al hwat wapens tsjin har brûke doarst waerd delhoud, en fierder sleepten se alles mei: mânlju, froulju en bern en net to forjitten it fé, it sulver en it goud; neat kaem har fan ûnpas.

It like earst as soe de Streek der noch goed foar wei komme; wol baernden nachts yn it Easten de loften read, mar de fijân sakke ôf it Suden yn en sloech de stammen dy't dêr wennen. Dwers troch it lân fan 'e Amalekiten gie it en doe troch it westen wer it Noarden yn, om Sodom hinne. Mar doe, ûnforhoeds, namen se har draei en teagen dochs noch op 'e fette flakte ta.

De fiif keningen fan 'e Streek - dy fan Sodom, Gomorra, Adama, Séboïm en Soär - seagen it swurk driuwen en rôpen har folk op ta de striid. Hja stelden de slachoarder yn in fjild dêr't gâns pikputten wiene; as it har slagge de fijân dêryn to twingen dan wie er forlern. Mar de rôvers fan Kedor Laomer fochten as liuwen en, hoewol hja gâns folk forlearen, de slach wounen se en de mannen út 'e Streek rekken sels ynpleats yn 'e putten.

De Elamiten plonderen Sodom en Gomorra; de oare stêdden diene se har net mear oan tiid: hja moasten nedich op nei hûs, har keppel wie gâns bilune nei dizze fûle slach en hja hiene in ûngemaklike sleep fé en minsken mei. Ek Lot waerd ophelle en moast mei op mars. Yn lange rigen waerden de finzenen oaninoar keppele en sa, as bisten, it Noarden yn dreaun. En njonken de kolonnes rounen de soldaten en sloegen der ûnbarmhertich op as it har net hurdernôch gyng. Hwa't net mear rinne koe waerd losgaspe en oan 'e kant smiten: dy soe wol stjerre fan toarst of honger en dan wisten de roppige gieren der wol wei mei...

Faeks sil Lot op dizze skriklike reis noch wolris tocht ha oan it heuvellân fan Hebron, dêr't it sa rom net omkaem foar it fé, mar dêr't foar rôvers ek sa folle net to heljen wie.

Abram krige it birjocht fan ien fan Lot syn slaven, dy't ûntkommen wie. In wylde grime lôge yn him op. Lot mocht it dan hûndert kear himsels oandien ha, hy wie dochs syn omkesizzer, syn eigen flesk en bloed, de iennichste fan 'e sibbe dy't him folge wie nei it frjemde lân! Hy soe him helpe en God soe mei him gean op it oarlochspaed. ‘Ik sil forflokke dy't dy forflokt...’, dat wurd wie Abram noch net forgetten.

Mar dêrom moat men sels jins bêst ek dwaen! Syn trije buorlju, Aner, Mamré en Eskol, dy't him wol faker holpen hiene, gyngen mei en Abram wapene alle slaven dy't mist wurde koene by it wurk. Al mei al hie er trije hûndert achttjin wapene mannen, doe't er it greate aventûr oangie. It waerd in lange bloedige mars, hiel Kanaän troch fan Súd nei Noard, oer heuvels en troch flakten, oer moudige wegen ûnder in

gleone simmersinne. Fan tiid ta tiid sloegen se der hwat iten troch, op 'e middei sliepten se en in pear koarte ûren nachts en fierder diene se har gjin rêsten oan tiid. Fansels koe de fijân mei al syn fé en slaven lang sa hurd net en yn it uterste Noarden hellen se him yn. It die bliken dat de Elamiten gjin oanfal mear forwachten, hja ieten en dronken en dounsen en de wacht hâlde diene se mar net.

Doe't it tsjuster wurden wie bisingelen Abram en syn mannen it kamp en doe, fan trije kanten, foelen se de rôvers oan. Wyld houden se der op yn en de forbjustere Elamiten stouden alle kanten út; doe krigen Abrams mannen der aerdichheit oan en setten se efternei oan Hoba ta, in plak dat Noard fan Damaskus leit.

En sa foel it hiele tintekamp, mei alle bút fan fé en reau en minsken har yn hannen.

Ek Lot libbe noch en krige de frijdom wer. Doe't alle man hwat bikommen wie en útsliept, gie it stadich wer op nei hûs. De tiding fan 'e oerwinning fleach troch it lân en ûnderskate minsken gyngen Abram yn 'e mjitte en huldigen him. De preesterkening fan Salem, Melchizédek, in man dy't ek de allerheechste God tsjinne, brocht brea en wyn en seinge Abram; út tankberens joech dy him it tsiende fan 'e bút. Ek de kening van Sodom helle Abram op. Hy wie yn dy forlerne slach alles kwytrekke en neffens it oarlochsrjocht fan dy tiid, wie alles nou fan Abram. Allinne om 'e minsken frege er; dêr wie Abram dôch forlegen mei en dan koe er alle fé en oar spul hâlde. Mar sa woe Abram net. Gjin heidensk kening soe letter sizze: ‘Ja, dy Abram, dy tsjinner fan dy frjemde God, is ryk wurden fan myn have.’ Dat alles dat der oer wie, nei't de helpers har part nommen hiene, joech Abram wer oer, de minsken mar ek it fé, de klean en it jild, oant de lêste sandael-riem ta en de lêste sulversikkel.

Nei de bifrijing sette Lot him nei wenjen yn 'e stêd fan Sodom. Net dat er him dêr tige thús fielde, en de sûnde fan Sodom hie er alle dagen lêst fan, mar hwêr soe er oars ek al hinne yn in lân dêr't de bêste groun forpart wie en mei syn keppels dy't to great wiene om by Abram sines? En de flakte fan Sodom wie sa'n bêst plak foar in man mei fé.

Doe't er in skoft to Sodom wenne hie, krige er dêr kimde; foar syn greate dochters socht er dêr in man en Lot waerd boargermei: hy hie in sit yn 'e poarte en regele de saken mei fan stêd en bistjûr.

Allinne dy slimme sûnden, dat wende net...

It forboun

TIDEN LANG WACHTEN ABRAM en Saraï nou al op har earste soan, mar hoe't se ek hopen en beaën, bern krigen se net. It like hast as hie God Syn bilofte forgetten en as hearde Er har bidden net.

Sa'n tachtich jier wie Abram nou al en syn frou wie mar tsien jier jonger, fiersten to âld dus om noch mem to wurden. ‘It wurdt dochs neat mei ús’, sei Saraï soms, ‘it is mar better dat wy in bern oannimme, of faeks moatstû in oare frou der by hawwe, hwant God hat dy in soan ta-sein, mar myn namme is net neamd!’ Sokke tiden foel it ek Abram swier om leauwende to bliuwen en soms tocht er oan syn slaef Eliëzer, dat dy dan de erfgenamt mar wurde moast. Dêr hie er him ek suver al nei set, doe't op in nacht de Heare him forskynde en sei: ‘Wês net bang, Abram: Ik bin dy in skyld; dyn lean is great.’

Abram antwurde: ‘Dat wit ik wol, Heare, dat Jo my fan alles jaen sille, mar hwat helpt it my, as ik dochs gjin soan krij en alles letter oan myn slaef, oan Eliëzer, forfalt?’

Doe sei de Heare mei klam: ‘Né, net dyn slaef sil letter dyn erfgenamt wêze, mar sels silstû in soan hawwe en dy sil alles oer krije, dyn fé en dyn have, mar myn seine en myn biloften ek.’

En tagelyk wie it oft er net langer yn syn tint yn it tsjuster lei; yn in soarte fan fisioen seach er himsels bûten stean ûnder in hege stjerreloft. God frege him oft er de stjerren faeks telle koe en doe't Abram skodholle, spriek Er: ‘Sa machtich as de stjerren oan 'e loft, sil ienris dat folk wêze, dat út dy fuortkomme sil, en gjin-ien sil it telle kinne.’

En dêrmei waerd Abram wekker. Om him hinne wie de stilte fan 'e nacht en it tsjuster fan 'e tint; de stim des Heare klonk net mear oan syn earen en hy seach gjin stjerren mear. Mar hwat de Heare sein hie, dat leaude er mei hiel syn hert, hy wist dat er dochs jit heit wêze soe en hy fielde dat er nou geduldich wachtsje koe, jierren noch as it wêze moast. En God de Heare, dy't de herten fan 'e minsken lêst as in iepen boek seach it leauwe fan Abram en rekkene it him ta gerjochtigheit. Fan nou ôf oan woe God net mear mei him prate yn 'e nacht en yn 'e dream, mar by ljochtskyndei en fan mûle ta mûle, krekt sa't in man praet mei syn freon.

Dyselde moarns al kaem de Heare del en neamde Syn namme en biloofde jitris dat syn folk it lân Kanaän ervje soe. Bliid hearde Abram dat Godswurd oan, mar tagelyk wist er dat hy it fêst net bilibje soe. As ienris, ieuwen letter, dat folk hjir wen-

je soe, wie hy al lang forstoarn en bigroeven. En earbiedich frege er: ‘Heare, lit my hjoed in teken sjen, dat ik fêst witte mei hwat letter barre sil.’

De Heare waerd net lilk en bistrafte him net. Hy wist dat Abram frege út in leauwend hert en dêrom forhearde er syn bea. Abram moast in kou en in raem en in geit helje, allegearre fan trije jier en dy yn twaën kapje en dan, mei twa douwen, dellizze op it fjild. Abram bigriep daliks hwat de Heare bidoelde. As twa minsken yn dy tiid en yn dat lân in forboun meiïnoar sleaten, dan rounen se beide tusken de stikken fan in offer-keal troch. ‘As ik ea dit forboun, dat ik mei dy oangien haw, brek, dan mei God my brekke lyk as dit offerdier,’ dat bistjutte dy frjemde séremony. En nou, o wûnder, woe de Allerheechste God delkomme en rin tusken de stikken troch fan dizze offerdieren en gean in forboun mei Abram oan! Nea soe in man yn dat lân twivelje oan in freon, dy't mei him tusken it offer stien hie en nea soe Abram twivelje oan in God, dy't sá it forboun mei him oprjochtsje woe...

Lang hie er wurk om alles klear to meitsjen en it wie al middei foar't alles ré lei op it fjild. Mar wer moast er wachtsje en it duorre net lang of út 'e blauwe loft foelen de gieren del op it lokjend ies; de hiele middei moast Abram der de wacht by hâlde en mei muoite koe er de roppige fûgels keare. Hy wie wurch en yn 'e ein, doe't op it lêst de sinne ûndergie en de rôffûgels mei brede wjokslach fuortfleagen nei it nêst yn 'e bergen; doe't er kaem to sitten foel er yn in swiere, djippe sliep. Mar yn 'e sliep wie der wer in nij fisioen: skrik en tsjusternis en yn it tsjuster de stim des Heare dy't spriek fan it folk dat komme soe. Yn in frjemd lân soe it libje en slim soe it fordrukt wurde mar oer fjouwer hûndert jier soe it frij wêze en optsjen nei Kanaän en dêr yn frede wenje...

Doe't Abram wekker waerd wie de sinne al lang ûnder. En doe ynienen wie der in ljocht yn 'e tsjustere joun, en om dat ljocht in mantel fan reek. Ljocht, dat wie oars neat as Gods hearlikheit, en skuttende reek, oars hie Abram it net oan 'e eagen forneare kinnen. En dêrmei seach er hoe't dat Ljocht yn dy reek tusken de offerdieren trochgie: God, dy't syn forboun mei him bisegele, dat ienris it folk fan Abram wenje soe yn it lân fan Kanaän.

Nea hat Abram dy wûndere joun wer forgetten, dy joun en dat forboun.

Hagar

TSIEN LANGE JIERREN HIE ABRAM nou al yn Kanaän wenne en noch wie de biloofde soan net berne. Saraï wie al fiif-en-sawntich wurden, in âld minske suver al, dat hja leaude net mear dat hja noch bern krije soe. Abram soe de heit wurde fan in great folk - God hie it sels sein en Saraï doarst dêr net tsjin yn to lizzen, mar oer har sels hie de Heare net sprutsen. Faeks wie it Syn bidoeling dat Abram der in frou by nimme moast, lyk as yn dy tiid wol mear barde, of miskien soe er nei har dea wer trouwe en dan bern krije by in oare frou...

Faek tocht Saraï oer dy dingen nei en altyd wer moast se dan tinke oan in âld gebrûk yn Ur, de stêd dêr't hja wei kommen wiene. As dêr in frou mar gjin bern krige en hja woe dochs graech bern hawwe, dan koe se har man ien fan har slavinnen jaen en dan moast de man dêr mei trouwe; krige dy slavin dan in soan, dan wie dat, foar de wet, net har eigen, mar it bern fan har frou. Sa koe Saraï it ek dwaen en as har slavin dan in bern krige, dan wie it Saraï's soan. Fansels, it koe nea net echt har jonge

wurde, nea net har eigen flesk en bloed, mar it wie better as neat en dan wie se foar de wet to-minsten mem!

En it kaem sa moai út: hja hie in geskikte slavin, Hagar, in jong en feardich frommis, dy't hja destiids meinommen hiene út Egypte. Spitich dat it in Egyptyske wie en dus net opgroeid by de wetten en seden fan Ur, dat hja soe it fêst net moai fine om de frou fan Abram to wêzen en tagelyk de slavin fan Saraï. En hja wie al sa greatsk, dy jonge Egyptyske; greatsk en driftich. Mar dêr moast se har dan mar nei skikke, tocht Saraï, dêr koe op it lêst ek alles net om oergean. En as hja it al yn 'e kant sette, letter, en tsjin har frou yn opstân kaem, dêr wist Saraï wol rie op: dat wie yn har lân ek by de wet regele, hwat

men sok in slavin dwaen mocht, dy't net om 't lyk woe.

Dat hja praette der oer mei Abram en frege hwat dy der fan tocht. Abram fielde net folle foar it plan; soks kaem hast altyd rûzje en ûnienichheit fan en God hie him ommers in soan ta-sein! ‘Ja’, sei Saraï spitich, ‘God hat dy in soan ûnthjitten, mar my net!’

Hja bigoun der iderkear wer oer en op 't lêst joech Abram har dan har sin mar en troude er mei Hagar. De earste tiid gyng it goed, Hagar die trou har wurk, mar al gau kaem der foroaring. Hja wist dat se mei 'er tiid in bern krije soe en as dat sa kaem, woe se net mear ûnder Saraï stean. Greatsk stapte se troch it tinte-kamp, de noas yn 'e wyn en al dy nuvere wetten fan dy fiere frjemde stêd hie se de gek mei. Dy't de soan hat, tocht Hagar, dat is de echte frou en dy't gjin bern krije kin, moat har nedich stilhâlde.

Dat de jonge slavin waerd hwat langer hwat koppiger en op it lêst koe it sa net langer. Saraï biklage har by Abram. ‘Jow my frij’, sei se, ‘dat ik dy opstannige slavin to plak set, lyk as de wetten fan ús lân dat foarskriuwe.’ Hja wie tige lilk en yn har donkere eagen flamme de haet. Abram waerd der hast bang fan, mar hy koe der neat tsjin ynlizze; neffens de wet stie Saraï yn har rjocht. ‘Doch har hwat goed yn dyn eagen is’, sei er. Mar it bigreate him om Hagar.

En doe naem Saraï wraek. Djip waerd de greatske slavin fornedere en sa slim teach Hagar har dy skande oan, dat se net langer bliuwe woe. Saraï hate se en as Abram it dan net foar har opnimme doarst, dan woe se syn frou net langer wêze! En mei de lilke holle roun se fuort, de heuvels oer en de lange, rjochte wei op nei Egypte ta. Hwat koe it har skele dat de sinne gleon wie en de wegen moudich en dat hja gjin bist hie om op to riden en gjin iten foar ûnderweis: hja hie jonge fuotten en in moedich hert en de reis gyng nei har eigen lân. En alles wie ommers better as noch langer de slavin to wêzen fan Saraï.

Dat moedich sette se de stap der yn en ûren en ûren roun se. Op it lêst waerd se o sa wurch en koe se net mear; by in saed oan 'e kant fan 'e wei gyng se sitten om to rêsten. Foar har, plat en wiid, lei de woastine. Soe se ea oan Egypte ta komme? Mar werom woe se net; dan noch leaver dea yn 'e wyldernis!

Doe't hja opseach stie der immen by har. It like in reisber man dy't ek rêste woe by de saed, mar niist-krektsa wie der yn gjin fjilden noch wegen immen to sjen. En ynienen fleach it har troch de holle: as it ris gjin man is, mar in ingel, in boade fan Abrams God, of miskien dy God sels? Hja waerd bang; it hert sloech har en har skonken trillen. As dy God nou ris lilk op har wie om't se fuortroun wie en kaem om har to straffen?

Strang wie Syn lûd doe't er frege: ‘Hagar, dû slavinne fan Saraï, hwer komstû wei en hwer giestû hinne?’ O, dus Hy koe har en Hy wist har namme. It wie de God fan Abram sels, dat fielde se en nou moast se miskien stjerre!

Dimmen andere se: ‘Ik bin flechtsjende foar it antlit fan Saraï, myn frouwe.’

Doe spriek de Heare: ‘Gean dan werom en skik dy ûnder Saraï's macht.’ As in gewoan man dat tsjin Hagar sein hie, dan soe se him fan antwurd tsjinne ha, mar nou, tsjin de Heare sels, doarst se net opsprekke. Hja wie ommers slavin, dat woe se nou wol wêze en as dizze God it sei, dan woe se ek wol werom. Djip yn har hert fielde se wol dat it sa it bêste wie: it ein wie to lang foar in frou allinne, sûnder liedsman en sûnder in ezel om op to riden. ‘Goed’, tocht se, ‘dan gean ik werom.’

Mar de Heare hie noch mear to sizzen. Hwant Hagar wie net allinne de slavin fan Saraï, hja wie ek de frou fan Abram en al hwa't fan Abram wie, woe Hy seingje en helpe. ‘Dû silst in soan krije’, spriek Er, ‘en dû silst syn namme Ismaël neame en dat sil in wâldezel fan in minske wêze, sa sterk en sa wyld, en allegearre sille se tsjin him wêze, mar hy sil de hân tsjin elken-ien opheevje en hja sille him der net ûnder krije en tusken syn bruorren sil er libje en hy sil ta in great folk wurde.’

Doe gie de Heare fuort en wer wie Hagar allinne, in iensume frou yn 'e wide woastine. Ûren moast se noch gean, mar dat telde se net. Nea yn har libben hie se sa bliid west! In soan soe se hawwe en dy soan soe in machtich man wurde, gjin slavesiel, mar in man dy't stie op syn rjocht en foar syn frijdom focht. Nea soe se dit godswurd forjitte, dit wurd en dizze saed

dêr't Hy mei har sprutsen hie. En nou moast se werom en har deljaen ûnder de macht fan har frou. In bitter ding wie dat, mar har soan soe harres wêze en nea fan Saraï...

Jit ien kear dronk se fan it koele wetter, doe neamde se de saed: Lahai Roï, Saedfan-'e-Libbene-God, en doe sette se de stap der yn nei de tint fan Abram. Nou wie se alles treast, de lange reis, de forwiten fan Abram, Saraï's hún, alle smaed en fornedering. Let yn 'e joun stie se foar Saraï's tint en dimmen frege se oft se der wer ynkomme mocht. Mar doe't se har bûgde, de foarholle oan 'e groun en har fornedere ûnder Saraï's hurde hân, sloech it hert har greatsk en wyld. Knoei my mar, tocht se, it hindert my neat: ik krij in soan en dû noait, noait, noait...

Abram wie seis-en-tachtich jier, doe't de soan fan Hagar berne waerd. Hy krige de namme dy't God bisteld hie, Ismaël; ‘God heart,’ bitsjut dat. Doe't Saraï him yn 'e earmen naem sei se: ‘En dit is nou foar de wet myn eigen soan.’

De jonge Hagar glimke greatsk. En dòchs is it myn soan, myn eigen jonge, tocht se, al sizze tûzen wetten it oars!

It forboun en it teken

EN WER GYNG DE TIID FOARBY, fyftjin lange jierren. De lytse Ismaël wie in feardige, fikse jonge wurden, in jongfeint al hast wer, tocht Abram. Hy wie tige wiis mei syn earste en iennichste soan, mar Saraï mocht him net lije. Hy hie it wylde en greatske aerd fan syn mem en bûtendat, Saraï koe mar net forjitte dat er it bern wie fan 'e slavin.

Datselde jiers kaem de Heare jitris ta Abram. ‘Ik bin God Almachtich’, spriek Er, ‘wannelje yn myn wegen en wês oprjocht.’ En wylst Abram him earbiedich bûgde, de holle oan 'e groun, bifêstige God it forboun mei him en sei Er jitris hwat der yn 'e takomst barre soe. Hy, Abram, soe ta in great en machtich folk wurde en dêrom moast er to-nei net mear Abram, mar Abraham hjitte en God soe in ivich forboun hawwe, net allinne mei himsels, mar ek mei it folk dat út him fuortkomme soe.

Mar om't der nou ienris by elk forboun twa partijen binne, soe God net allinne Syn seine jaen, mar moast ek Abram hwat dwaen: as in teken dat er diel ha woe oan Gods forboun, moast er himsels en al syn bern en al syn boaden bisnije. Alles dat by Abram hearde en manlik wie, moast it teken ûntfange en hwa't dat net woe, dy moast stjerre.

Abram hearde der net sa frjemd fan op dat er syn folk bisnije moast; it waerd yn dy tiid wol mear dien en dat it pynlik wie en men der in dei-of-hwat heal siik fan wurde koe, dat telden se doe sa net. En nou't dy bisnijing it teken wêze soe fan Gods forboun, it teken fan Syn genede en gunst, nou siet er to-minsten net oer dat bytsje ûngemak yn.

Mar de Heare hie jitte mear to sizzen en dàt binijde Abram al! Hy moast ek syn frou in oare namme jaen en har Sara nearne, hwant hja soe in soan hawwe en ek út har soene folken en keningen fan folken berne wurde. Hy koe it hast net leauwe. Saraï wie al njoggen-en-tachtich, fiersten to âld om bern to krijen en wylst er wer op syn antlit foel, lake er en tocht: sille twa sokke âlde minsken in soan krije en sil Saraï, dy't al lang beppe wêze koe, nou noch mem wurde? It koe ommers net en as it al barde, dan soe it in great, great wûnder wêze.

En it hoegde ommers ek net mear! Hy hie al in soan, Ismaël, en foar de wet wie dat Saraï's soan. ‘Och Heare’, sei er earbiedich, ‘och dat Ismaël libje mocht foar Jins antlit.’ Mar de Heare antwurde: ‘Né! Sara sil sels in soan krije en dû silst syn namme nearne Izaäk, “Se laitsje”, hwant om dy jonge soan fan dat âlde minske sil elk dy't it heart fan blidens laitsje. En Ik sil myn forboun mei him oprjochtsje, ta in ivich forboun en mei syn bern nei him. Fierder sil Ik ek Ismaël seingje omdat er dyn soan is, en Ik sil him formannichfâldigje, tolve keningen sil er winne en Ik sil him ta in great folk sette, mar myn forboun, dat haw Ik mei Izaäk allinne.’

Mei dy wurden makke de Heare in ein oan dit petear en Abram seach Him opfarren nei de himel. Hij wie wûndere bliid! Fiif en tweintich lange jierren hie er wach-

tsje moatten en nou't er miende dat it dochs net mear koe, nou soe it komme. Hy hâldde fan Ismaël, mar in soan fan him en Saraï, dat wie al oars. En hwat soe Saraï hjir fan sizze? Hwat soe it har nou spite dat se dat doe trochset hie mei Hagar.

Dyselde deis noch joech er syn folk bistel oangeande de bisnijing en oer har nije nammen. Abraham, soe er nou fuortoan hjitte: ‘Heit-fan-in-mannichte’ en Saraï soe nou Sara wurde: ‘De keninklike.’ De slaven seagen him binijd oan, doe't er it harren oansei. Fansels doarsten se der neat fan to sizzen, mar hja tochten der harres fan. Dy âlde Abram: it like net folle op in mannichte en mei Saraï to-minsten net! Abram murk it wol, hwat hja der fan tochten en hy glimke yn syn burd. Hja moasten ris witte...

Doe slipe er de stiennen messen en bigoun it folk to bisnijen; in âlde fortroude slaef die it him. De pine telde er net, noch, op 'e tredde dei, de gleone koarts: hy wie allinne mar bliid dat er nou foar altyd Gods freon wêze soe, dat er nou altyd yn syn lichem droech it teken fan it ivich forboun.

De hege Gast

OP IN MIDDEI, NET LANG NEI DY forskining fan 'e Heare, siet Abraham to slûgjen foar de tint, yn it skaed fan 'e hege beammen. Doe't er opseach stiene der trije mannen by him. Hja seine neat en fregen nearne net om, mar it wie krekt as wachten se op him.

Hastich riisde Abraham oerein en gyng op har ta; it wie him suver hwat yn 'e wei dat er har net earder sjoen hie. Hy makke in djippe bûging, de holle oan 'e groun, en spriek de trije reizgers oan; foaral tsjin de iene hie er it, dy't de fornaemste like to wêzen. ‘Myn hear’, sei er, ‘as Jo my in greate gunst biwize wolle, gean dan myn tint net foarby; waskje jimme fuotten yn it wetter dat de slaven bringe sille en flij jim dan del ûnder dizze beam en lit my in byt brea helje en sterkje jim it hert ta de fierdere reis.’

‘Doch lyk astû sein haste’, antwurde de foarste reizger en Abraham haeste him om alles klear to krijen. Hy telde de broeiske waermte net dy't ûnder de beammen hong, noch de gleane sinneskyn boppe de lannen: hy tocht mar allinne oan syn gasten, dat hja op him wachten en faeks honger hiene en dat hja it goed by him ha soene. Alderearst gyng er yn 'e tint en lei er Sara op om koeken to bakken en doe stiek er sels it lân út en socht it bêste keal fan 'e keppel út en joech it oan ien fan 'e feinten. Doe't alles klear wie helle er molke en bûter en stjûrde de slaven fuort. Salang 't syn gasten ieten bleau Abraham stean en bitsjinne har.

Doe't op it lêst it iten dien wie naem de Iene it wurd.

‘Hwer is Sara, dyn frou?’ frege Er. Forheard seach Abraham op. It wie yn dy tiid en yn dat lân gjin wenst dat frjemde mânlju jin fregen nei jins frou en hoe wisten se Sara har namme? Of wie it miskien gjin gewoane man, dizze frjemdling en hie er boadskip oan Sara?

‘Hja is yn 'e tinte’, sei er, ‘flak efter Jo.’ De frjemdling rôp Sara net; it soe alhiel net passe foar in frou en kom by de mânlju yn it formidden, mar ynpleats spriek er Abraham oan, sa lûd dat syn frou it forstean koe.

‘Ik sil wis mei in jier wer ta dy komme en sjoch, dan hat Sara, dyn frou, in soan.’ En doe wist Abraham it ynienen: dit wie net sa mar in reisber man, lyk as er earst tocht hie, dit moast in ingel wêze, of miskien net ienris in ingel, mar God de Heare

sels. Mar dan soe it ek komme sa't de Heare sein hie, dan soè Sara mei in jier in soan hawwe! Hy wist net hwat er sizze moast, sa gau, dit wie sa great en hjir hie er nou alhiel net op rekkene.

En yn 'e tint, dêr't gjin ien har sjen koe, hearde Sara it wûndere nijs en leaude it net en lake der om. Hja wie in âld minske, by de njoggentich al, en sokken krije gjin bern mear. Hwat miende dy frjemde reizger wol, dat hja har alles sa mar wys meitsje liet? It kaem mar goed út dat er mei de rêch nei har ta siet; it hie net bêst west as er har laitsjen sjoen hie: in frou dy't lake om in gast fan har man, dat wie tige ûnfatsoenlik.

En doe ynienen hearde se de Frjemde sizzen: ‘Hwerom hat Sara lake? Soe de Heare in ding to wûnder wêze? It komt sa't Ik sein haw: mei in jier hat Sara in soan.’

It bloed fleach har nei de wangen en fuort dêrop, fan klearebare skrik, waerd se wyt as in doek; it wie oft it hert har stil stie. Wie dy frjemde gast dêr bûten ûnder de beam, de Heare sels? O, mar hoe soe it dan mei har komme? Dan hie se Godsels útlake en Syn wurd forachte en nou soe Er har swier straffe! O, mar hja woe net stjerre, hja woe libje en dy soan hawwe dy't har ta-sein wie... En sa mar sûnder der by to tinken, sei se: 'Ik haw net lake.' Doe't it der út wie, bigriep se hoe dom it wie! De Heare wist ommers alles. Nou hie se it mei har leagen noch minder makke!

Bûten sei dyselde stim, nou strang en tsjin harsels: 'Né, dû hast al lake!' Hja trille op har fuotten en wachte op 'e straf dy't komme moast.

En tagelyk seach se hoe't de trije mannen oerein riisden en hja hearde har sizzen dat se nou wier net langer bliuwe koene en doe makke Abraham him klear om har in ein to bringen. Net ien tocht mear om har, sa't it liek en nimmen praette fan straf. It wie har in pak fan it hert.

Yn 'e donkere tint bleau se allinne achter, alhiel forslein en tagelyk ek wûndere bliid. In soan op har âlde dei! In soan dy't net fan in slavinne wêze soe, mar echt fan harsels! De wangen gloeiden har en har hert sloech rêd. It wie hast to great, to wûnderlik. En hwat soe Hagar opsjen!...

En wilens, oer de brune heuvels, brocht Abraham syn gasten fuort. De sinne stie noch heech oan 'e loft, mar de slimste hjittens wie oer. Hja gyngen de kant op nei de Jordaen, dêr't de stêd fan Sodom lei. Frjemd, tocht Abraham, dat de Heare boadskip hie yn dy sûndige stêd!

En dêrmei hearde er de Heare sizzen: 'Ik wol foar Abraham, myn freon, net forswije hwat Ik dwaen sil. Wy binne op reis nei Sodom, hwant de rop oer har sûnde is great en har ûngerjochtichheit ropt om straf en nou geane wy nei de flakte om to sjen hoe slim it is. Hwant as har sûnde wier sa slim is as de minsken sizze, dan sil Ik Sodom en de hiele Streek fordwaen.' Abraham bleau stean. Syn earste gedachte wie: Lot! Hwant it foel nèt ta mei de sûnde fan Sodom, dat wist elk dy't hjir yn it Suderlân wenne. En nou't de Heare der sels wurk fan makke, nou soe it fêst net sparre wurde. En Lot wenne yn dy faeije stêd!

Abraham seach hoe't de beide ingelen fierder gyngen. Nêst him bleau de Heare stean. Wachte Er op him? Mocht er noch hwat freegje? Mar hwerom soe er bang wêze? Wie de Heare dan syn freon net? 'Heare', frege er earbiedich, 'Jo sille de goede dochs net mei de forkearde ombringe? As der yn Sodom nou ris fyftich rjochtfeardigen wenje, sille Jo dan de stêd net sparje? It mei fier fan Jo wêze to deadzjen de rjochtfeardige mei de goddeleaze.'

De Heare antwurde: 'Byhwannear't Ik to Sodom fyftich rjochtfeardigen fyn, sil Ik om dy fyftich it hiele plak sparje.'

Abraham wie bliid mei dy tasizzing, mar fuortdaliks al kaem de twivel op yn syn hert. Fyftich, dat is net folle op in stêd fol minsken, mar de sûnde fan Sodom wie sa swier!

'Sjoch, Heare', sei er earbiedich, 'ik haw it weage ta de Heare to sprekken hoewol't ik stof en jiske bin. Faeks sille der oan 'e fyftich fiif ûntbrekke: sille Jo dan om fiif de hiele stêd fordwaen?'

De Heare antwurde: 'Ik sil har net fordjerre as Ik dêr fiif-en-fjirtich fyn.'

En noch wie Abraham net gerêst. As der nou ris fjirtich wiene en net mear? Miskien wie fjirtich noch earder to folle as to min. En doe't de Heare him op syn bea tasein

hie dat Sodom net forgean soe, as Er yn 'e stêd fjirtich rjochtfeardigen foun, frege Abraham jitris: ‘Faeks sille der tritich foun wurde.’

Op 'e nij waerd syn bea forheard en noch wer - hy wist sels net hwêr't er de moed wei-helle - spriek er de Heare oan. Tritich soe foar Sodom to folle wêze! Soe de Heare de stêd net sparje wolle as der tweintich foun waerden?

Hy doarst nou net mear to freegjen, fêst net! Mar doe't it godlik antwurd kaem: ‘Ik sil net fordjerre om 'e tweintich,’ en doe't de Heare noch by him stean bleau, doe weage er it noch ien kear. Hy woe sa graech dat Lot rêdden waerd en bûten Lot en syn húsgenoaten soene der wis safolle goede minsken net yn Sodom wêze!

Earbiedich frege er: ‘De Heare mei it net kwea nimme as ik jitte ienris siz: faeks sille der tsien foun wurde.’

De Heare antwurde: ‘Ik sil net fordjerre om 'e wille fan 'e tsien.’

Mar dat wie ek it úterste; fierder woe Er yn syn wysheit net gean. En omt' Er syn freon Abraham net graech hwat wegerje woe, makke de Heare in ein oan it petear en gyng fuort.

Op 'e heuvel bleau Abraham allinne efter. Lang seach er de kant oer nei Sodom dêr't de beide ingelen wei waerden yn 'e fierte. Syn hert kloppe. Hoe soene se it treffe, dizze joun yn Sodom, de beide boaden fan God? Hy hope sa dat it goed gean mocht! Mar wylst er stadich nei hûs roun, de heuvels oer yn 'e stille joun, wist er dat it net goed gean koe! Yn Sodom hie noch noait in reizger it troffen, to-minsten net in frjemde dy't kaem krekt foar de nacht... Dy hiele lange nacht moast er iderkear wer oan Lot tinke en fan sliepen kaem net folle.

It oardiel

IT WIE LET OP 'E MIDDEI EN OP IT Plein by de hege muorre wie it hast al tsjuster. Flak by de poarte sieten de hege boargers fan Sodom en bisprieken de dingen fan 'e dei. Ek Lot siet yn it formidden. Om't er tige ryk wie en út 'e famylje fan Abraham - de man dy't har destiids rêdden hie út 'e macht fan 'e Elamiten - koene hja him net passeare en hie er in stim mei op it Poarte-plein.

Net dat hja him oars folle achtsloegen, de mannen fan Sodom. Hja koene it mar net forjitte dat er út in oar lân kaem en dat er oer forskate dingen hiel oars tocht as hjasels. En dat er nea meidie oan har goddeleaze stikken, dat er dêr lêst fan hie en it him ek skine liet, dat koene se alhiel net forneare. Dat Lot sei der mar net folle mear fan; hja woene dochs gjin rie fan him oannimme en hy makke it der minder mei.

Ek dizze middei die er der almeast it swijen ta; it waerd nammers ek tiid om nei hûs. Doe seach er op; út 'e nauwe poarte-gong kamen twa jonge mannen to foare en bleauwen stean op it Plein. Lot waerd der kjel fan. Hwer kamen se wei dy lette reizgers, dat se net wisten hoe nuodlik it wie om yn Sodom to kommen, krekt foar de nacht?

Hastich liet er him fan 'e hege stoel glide en djip bûgde er foar de beide mannen. ‘Och, myn hearen’, sei er, ‘kom dochs by my yn 'e hûs en bliuw in nacht oer en moarnier meije jim der bitiid ôfgean en tsjoch jim wegen.’ Dat wie yn Sodom it bêste: sa gau as it koe ûnder dak en moarnier sa gau mûglik wer fuort. Hy hope mar dat hja it nou bigrepen hiene; dúdliker koe er it net sizze dêr't al dy oaren by sieten.

De beide reizgers lykwols hiene nearne euvelmoed yn. ‘Né’, seine se freonlik, ‘mar wy woene op it Plein oernachtsje.’ Lot biloek der suver fan. Sliepe op it Plein, dat diene mear reizgers as hja krekt foar de nacht yn in frjemde stêd oankamen, mar dat koe net yn Sodom. Hwa't dêrre by nacht en tsjuster bûten bleau, dy wie syn libben net feilich. Dat mei noch mear klam frege er har yn 'e hûs, sa lang hâldde er oan dat hja mei fatsoen net mear wegerje koene en syn sin diene. Bliid gie er har foar, it Plein oer, de stêd yn nei syn hûs. Thús, by it flikkerjend lampeljocht makken se de gasten it joun-miel ré. It wie al let doe't it iten dien wie en hja har ré-makken foar de nacht. Doe ynienen wie de strjitte fol lûden, it sljurkjen fan hastige stappen, it roppen fan rauwe stimmen, forheftich bounzjen op 'e tichte doar.

Lot waerd sa wyt as in deade. Dit wie om syn gasten to rêdden! It hie gjin sin mear dat hja bisochten om fuort to kommen: it hûs wie fêst al bisingele. Bûten stie in koar fan stimmen op: ‘Bring ús dy beide mânlju hjirre, dat wy se bikenne.’

Mar al to goed wist Lot hwat se dêrmei bidoelden. Oanrande woene se de beide mannen en, as hja de lange nacht mei har omknoeid hiene, wachte har yn 'e moarntiid de dea. Hy huvere doe't er der om tocht. In helt wie er net, Lot, mar hy wie in rjochtfeardich man en hy stoar leaver as syn gasten út to leverjen oan dy binde dêr bûten. Biret riisde er oerein en foar't de húsgenoaten it wisten stie er al op 'e strjitte; de doar sloech er achter him yn it slot.

Sa stie er dêr, allinne, wanhopich, de rêch tsjin 'e sletten doar, de dea foar eagen. Der wiene mear as er tocht hie; de strjitte wie suver fol. Deftige boargers wiene der by en it rûge folk út 'e stegen, jonge jonges en krebintige âlde keardels; it like wol

as wie gjin man to Sodom thús bleaun. Der wie oars gjin wei op: hy moast yn goedens, al hoe't er dit folk forachte.

‘Myn bruorren’, sei er, ‘doch dochs gjin kwea. Yn it lân dêr't ik wei kom is de gast hillich, dat ik kin jim dizze beide mannen net oerjaen, dy't kommen binne ûnder it skaed fan myn dak; mar ik haw twa dochters thús, jongfammen; as ik dy nou ris útbrocht. It is better, dat jim har kwea dogge, as dy oaren’.

‘Né’, raesden se, ‘dyn dochters wolle wy net ha en dyn fromme praetsjes ha wy al lang ús nocht fan. De gast is hillich, seit erl Neat is ús hillich en wy litte ús fan frjemden de wet net stelle! Wacht mar, nou sille wy dy mear kwea dwaen as har!’ En mei de fûsten omheech, flokkend en bearend, krongen se op him oan. Dit wurdt myn dea, tocht er. As nou dy twa noch ûntkomme kinne, dan stjer ik net forgees! En doe kreake achter him de doar iepen, fjouwer sterke hannen namen him en skuorden him yn 'e hûs; mei in fûle slach foel de doar yn it slot.

Hy wist sa gau net hwat er der oan hie; noch trille er op syn skonken; hy hime. Dit hiene de beide mannen dien; har libben hiene se foar him ynset. Hwat wie dat moai! mar aenstouns kaem de binde wer fansels, en dan mocht God har genedich wêze. Buten flokte en tjirge it folk; skille stimmen rôpen, mar net ien roerde de doar! Doe hearde er dat it lûd fierderôf wie, syn hûs foarby. Op it lêst waerd it stil; in frjemde, ûnwennige stilte nei dat wyld trelit fan niist. Binijd seach er om him hinne. Njonken him sei ien fan 'e gasten: ‘Hja komme net wer; wy ha se mei blinens slein, dêrom koene se de doar net fine.’ En doe earst bigriep Lot. Dit wiene gjin reizgers dy't er herberge hie, dit wiene ingelen, boaden fan Abrahams God. Nou hoegde er net bang mear to wêzen; hwa soe him kwea dwaen kinne as Gods ingelen de wacht hiene yn syn hûs? Hy die in stap nei foaren, hy woe foar har delbûge, mar earnstich sei de ingel: ‘Rop dyn frou en dyn dochters, hwant de Heare hat ús stjûrd om de stêd en de Streek to fordjerren.’

Doe't er har helle hie harken se nei it boadskip fan 'e ingel, bang en forslein. De sûnde fan Sodom wie sa great dat God it net langer oansjen woe; strak soe it fjûr fan 'e himel reine en hiel de flakte soe yn 'e flammen ûndergean. Allinne Lot en syn húsgenoaten soene bihâlden bliuwe; hja mochten flechtsje de kant nei de bergen op en as er faeks noch mear famylje hie, soannen of dochters of miskien oantroude bern, dan mocht er dy noch ophelje. Oars soe gjin ien út 'e stêdden it libben der ôfrêdde. En às er noch guon ophelje woe, dan moast it daliks, hwant de tiid dreau.

Démoedich bûgde Lot de holle. Sa't God it bisletten hie, sa soe it komme. Mei ien slach rekke er alles kwyt: hûs en have, fé en slaven, mar syn frou en bern en it eigen libben wie mear wurdich as alle skatten. En nou wist er dat it forkeard west hie dat er him hjir nei wenjen set hie. De sûnde fan Sodom hie er nea oan mei-dien, mar dit wie gjin plak foar him. Dy earste kear, doe't de Elamiten him fuortfierd hiene, dat hie in warskôging west, mar hy hie der gjin acht op slein. Doe hie er alles weromkrige, mar dizze slach kaem oars oan.

Mei in sucht sloech er de mantel om en gaspe de gurle fêster. Hy moast de beide jongemannen warskôgje dy't mei syn dochters trouwe soene. De froulju gûlden doe't er de doar útgie. It is hurd, as men ryk is, om alles oer to jaen.

It wie stil yn 'e stêd; de mannen fan Sodom sliepten har lêste sliep. Hwat soene se sizze, dy beide feinten, as er syn boadskip sei? Soene se him leauwe en alles efterlitte en mei har flechtsje út 'e faeije stêd? Hy hie net folle hoop. Mei in swier moed kloppe er op 'e doar en rôp. Lang moast er wachtsje foar't se him hearden. Doe't de feint by

de doar kaem, slûch en noartsk, die er syn forhael. De jongeman lake him yn syn gesicht út. Dêr leaude er neat fan, dat de stêd forgean soe. As Lot ris wer sokke grappen bitocht, dan leafst by dei! It wie in hiele forsteuring yn 'e nacht! Doe klapte er de doar ticht en gie wer op bêd. By de twadde gie it net better. Hoe't Lot ek praette, ek dy leaude him net. Dy beide frjemden hiene him hwat wysmakke, of miskien hiene se to folle wyn dronken jouns! En dat it ingelen wiene, dy twa reizgers, kom, dat leaude er ommers sels net.

Mismoedich gyng Lot nei hûs. Swier sleepten syn fuotten troch de moudige strjitten; it wie soel, as broeide der yn 'e fierte ûnwaer op. It wie al nacht doe't er einlings thúskaem. De beide fammen jammeren lûd;

... hwa't nei Sodom omkocht, sil mei Sodom stjerre.

syn frou hie de triennen yn 'e eagen. Miskien soe it noch hwat tafalle, miende se. Hja koene dochs net alles sa mar efterlitte; it húsrie, alle klean, it sulver en it goud? ‘Hwat wy drage kinne, nimme wy mei’, sei Lot. Mar hy hie de moed net om hwat yn to pakken. It foel him swierder as er earst tocht hie. Hy roun fan it iene plak op it oare; dan foel er wer del en bisocht de beide fammen to treasten. ‘Stil mar’, sei er, ‘jim krije wol wer in oare man.’ Hy fielde sels net, hoe dwaes it hearde, sok sizzen, op sok in tiid.

Sa gyng de koarte nacht foarby en doe't yn 'e iere moarn de dage oer de loft gie, namen de ingelen har by de hân en setten se ta de doar út. Troch de sliepende stêd brochten se har bûten op it fjild. Wiid lei de flakte ûnder in hege, grize loft. Yn 'e fierte leine donker de oare stêdden: Gomorra, Adama, Séboïm en it lytse Soär. It wie stil en soel; boppe de kym flimere de wearljocht; yn 'e fierte boldere it al.

De iene ingel naem foar it lêst it wurd. ‘Rêd jimme’, sei er earnstich, ‘om wille fan jim libben. Bliuw net stean op 'e flakte en sjoch net om ûnderweis, hwant hwa't nei Sodom omsjocht sil mei Sodom stjerre.’

It wie oft Lot doe earst goed bigriep dat it om dea of libben gyng. Hy wie los fan Sodom, los fan alles dat him boun oan dy stêd-fan-sûnde; hy hie mar ien doel mear: flechtsje en it faeije libben rêdde. Mar de flakte wie sa great en de bergen sa fier en dimmen frege er: ‘Och, myn hear, lit my dochs to Soär bliuwe, en sparje dy stêd; it is mar lyts en nei de bergen, dat is to fier foar my.’

‘It is goed’, sei de ingel, ‘ik sil Soär net omkeare, mar haestje jim dan, hwant wy kinne neat bigjinne ear't jim net feilich binnel’ Doe joegen se har op reis, sa fluch as se koene, Lot en syn beide dochters; strak hâlden se it each op Soär en net ien kear seagen se om. Boppe de huzen fan Soär riisde de sinne doe't hja troch de poarte kamen. Achter har boldere de tonger en skeat de wearljocht oan ien wei út de donkere loften. Doe't se stean bleauwen by de poarte, wurch en yn 'e ein, seagen se dat Lot syn frou der noch net wie. Hja doarsten net werom om har op to heljen. ‘Hwa't nei Sodom omsjocht, sil mei Sodom stjerre’...

Doe briek it oardiel los oer de fjouwer stêdden. De groun spjaltte en wolken sweveldamp skeaten omheech. De frou fan Lot, dêrbûten op 'e flakte, seach hoe't de wearljocht der yn sloech en hoe't in rein fan fjûr oer de stêdden en de lannen foel. Beammen, huzen, alles sprong yn 'e brân; op plakken baernde it pik yn 'e groun. Doe 't hja fuort woe, wie it to let. Hja hie it wurd fan 'e ingel yn 'e wyn slein en mei Sodom is hja omkommen. It wie eigen skuld.

Tiden letter, doe't it sâlte wetter fan 'e Deade Sé oer de flakte hinneroun wie, wiisden de minsken elkoar oan 'e kant fan 'e sé noch har lyk oan. It wie net forgien, mar oerdutsen mei glinsterjende sâltkristallen. Lange, lange jierren had it dêr stien, in warskôging foar elk, dy't it seach.

De moarns fan 'e ramp stie Abraham op in hege heuvel om to sjen oft it oardiel ek kommen wie. Doe't er fier yn it Easten de donkere reekwolken seach wist er genôch: der hiene gjin tsien rjochtfeardigen yn Sodom west. Letter kaem de tiding dat Lot út Soär wei nei de bergen tein wie en dat er dêr mei syn dochters wenne. De beide froulju hawwe letter noch in soan krige: de Ammoniten en de Moabiten stamme fan harren ôf. Fan beide folken hat Israël letter noch gâns ûnderfoun.

Ismaël

YN IT JIER DAT ABRAHAM hûndert waerd en Sara njoggentich, kaem einlings de lang-biloofde soan; lyk as de Heare sein hie, krige er de namme Izaäk, dat is ‘Se laitsje’. En mannichien dy't Abraham allinne mar fan namme koe en net wist fan syn machtige God, koe it laitsjen net litte, doe't it nijs oer de heuvels fleach. Sokke âlde minsken en dan noch bern, dat koe net, mienden se. Letter, doe't hja der mear fan wisten, en doe't hja it bern en de mem mei eigen eagen sjoen hiene, doe laken se wer: fan blidens dizkear om it greate lok fan Abraham en Sara.

Ien wie der, dy stie de holle net nei laitsjen: Hagar. Hja koe wol gûle as se nei dy lytse jonge seach. Nou wie dy lytse Izaäk de earste, nou draeide fuortoan alles om him, nou soe Ismaël net de iennichste erfgenamt wêze fan syn heit en net wurde hwat hja sa hertstochtlik hope hie de rykste fan it Suderlân. Nou joech Abraham fansels neat mear om har, nou wie Sara alles en it slimste wie dat hja der ek noch neat fan sizze koe: nou't Sara sels in soan hie koene se har en Ismaël wol slite. As hja nou wer opstannich waerd, dan stjûrden se har fuort en dan hie Ismaël, de âldste, alhiel gjin rjochten mear. Dat hja moast op elk wurd passe dat se sei en beare dat se bliid wie, mar djip yn har hert hate se it bern en syn mem. Dat koe se allinne mar biprate mei Ismaël, dy't nou al in jier of sechtsjin wie, in man hast al wer. En dy tocht der krekt sa oer.

Doe't de lytse Izaäk in jier as twa âld wie en Sara him ôfwend hie, joech Abraham in great gastmiel. Alle freonen en kunde waerden bean ta it feest en alle boaden sieten mei oan 'e lange platte tafels yn it skaed fan 'e brede beammen. In great feest moast it wurde, de tafels bûgden ûnder de steapels brea en it brette fleis en elk wie fleurich en bliid en liet him de goede spizen smeitsje.

Allinne Hagar siet mei in stûf gesicht tusken de blide gasten. Moasten se dêr nou sa'n drokte om meitsje, om sa'n ûnnoazel bern? En gjin-ien tocht om hàr soan, om Ismaël!

Doe't it feest op it hichtepunt wie brochten se de lytse Izaäk by syn mem. Sara har hert sloech fan blidens; har eagen blonken. Fiif en tweintich lange, bittere jierren hie se op him wachte; wie it wûnder dat er har alles wie? As hja dit foarút witten hie, as hja dit leaud hie, dan hie se Abraham net mei Hagar trouwe litten; hwat in hertsear hie se harsels dan bisparre. En dan hie Izaäk nou de iennichste erfgenamt west! Mar ien ding wie har ta djippe treast: Godsels hie sein dat Er mei Izaäk Syn forboun oprjochtsje woe en net mei Ismaël. O né, tocht Sara, se binne net gelyk, de soan-fan-'e-slavin en de soanfan-'e-frije; foar de wet net, mar foar God ek net!

Greatsk seach se de fleurige rigen bijlâns. Al dy minsken wiene hjir om har soan to earjen; dit wie syn feest, syn dei. En dêrmei foel har each op Ismaël. Hy stie oerein en Sara seach hoe't er nei Izaäk wiisde. Syn smel brún gesicht wie forlutsen, syn donkere eagen spegelen bretael. Om 'e earste tafel waerd it stil en Sara hearde syn húnjende wurden. Wie dat nou de muoite fan in great feest wurdich, dat neatich skepsel, wie dat nou de soan fan it Forboun? It bloed fleach har omheech; stiif sloech se de earmen om har jonge hinne, as moast se him biskermje tsjin wankend kwea. It wiene noch net iens de wurden dy't er sei, it slimste wie de fûle spot, de haet dy't der út spriek. En dat hie er net fan himsels! Dat hie Hagar him ynstutsen!

Hja seach nei har man. Dy moast rjochtdei hâlde! Dy soe nou dochs ek wol ynsjen dat it sa net bliuwe koe. Nea soe der frede komme yn har tint as Hagar en Ismaël bleauwen. Altyd soe har haet as in donkere driging hingje oer de holle fan Izaäk. Doe't Abraham neat sei naem Sara sels it wurd. Miskien wie it net fatsoenlik; it koe har neat skele; hwat joech se om fatsoen nou't it om 'e takomst gyng fan har bern? En lûd en dúdlik sei se: ‘Jo moatte dy slavin fuortjeije mei har soan, hwant de soan fan 'e slavin sil net ervje mei myn soan, mei Izaäk.’

It feest gyng wer fierder, der waerd net mear praet oer it foarfal, mar de rjochte stimming wie der net mear. Dyselde jouns bigoun Sara der wer oer, doe't se allinne by Abraham wie. Hja sette alles op alles: dizze slach soè se winne! Hja forgeat dat se ûnreedlik wie, dat Ismaël ek de soan fan Abraham wie en dat him yn elk gefal in

part fan 'e erfenis takaem. Hja forgeat ek dat it har eigen skuld wie; dat hja destiids Abraham twongen hie om Hagar to nimmen. Alles forgeat se, fan neat woe se mear witte: Hagar moast fuort en dan forfoelen ek alle rjochten fan har soan. Doe't Abraham net tajaen woe, waerd se lilk. Sa roun de blide feestdei op rûzje út. Beide koene se net bêst sliepe, beide hâlden se har ein fêst.

It moat, tocht Sara, it giet om 'e takomst fan Izaäk.

It mei net, tocht Abraham, it is tsjin alle wet en regel.

Dyselde nachts krige Abraham in iepenbiering. God kaem ta him en lei him op

om Hagar en Ismaël dochs fuort to stjûren. It wie net om't Sara gelyk hawn hie, dy jouns. Net foar har oergunst en haet moast Ismaël wike. Mar hiel dy histoarje mei Hagar wie frucht fan twivel oan Gods bilofte; Abraham hie net mei Hagar trouwe mocht en nou moast alles útsuvere wurde dat fan Hagar wie. De Heare hie ienkear Izaäk útkard en Ismaël net en as hja beide bleauwen yn Abrahams tint dan roun it út op striid en moart. En it hoegde Abraham net to bigreatsjen om syn âldste soan: God soe ek him seingje en stelle ta in machtich folk.

Doe bûgde Abraham de holle en skikte him. As God it sei, dan mocht hy net tsjin appelearje. Mar it foel him tige swier. Syn soan, syn âldste! Nea soe er him wer sjen, nea syn jonge stap mear hearre, nea wer harkje nei syn jonge stim, nea it fûnkjen wer sjen fan syn dryste eagen.

Dy moarns gie er der bitiid ôf, foar't Sara by de wurken wie en rôp Hagar en har soan. Syn lûd trille doe't er har it hurde fonnis sei. Hwerom koene nou dy beide froulju net yn frede libje? Hwerom net? Doe joech er Hagar de tas mei iten op, de learen wettersek. Dat wie alles. As hja der om frege hie - hy hie har slaven meijaen wollen, kamielen, pakezels mei iten en wyn. Mar Hagar frege net. Hja stoar leaver as nou noch om gunsten to freegjen. Mei har soan oan 'e hân gyng se fuort, greatsk en rjochtop; net ien kear seach se om.

Lang seach Abraham har nei; de triennen baernden achter syn eagen, it hert briek him suver om syn soan, syn eigen bloed. Stadich roun er nei de tint. Hy beve der tsjin oan om it tsjin Sara to sizzen: noch seach er it forwyt yn Hagar har donkere eagen; nou soe er de triomf yn Sara's eagen sjen. Miskien wie dat noch bitterder.

Lang rounen se dy deis, Hagar en Ismaël. In slavin sûnder frouwe; in soan sûnder heit. Earne njonken de wei sliepten se: twa forstjittenen sûnder hûs en dak. Yn 'e ieremoarn al gyngen se fierder. Súd fan Ber Séba, dêr't de karavaen-spoaren elkoar krústen, fordwaelden se. De sinne skroeide en op it lêst rekke de wettersek leech. It droege, kromlige brea koene se net mear troch de kiel krije; en al mar rounen se, wurch en yn 'e ein, slap fan 'e honger en forrêdde fan toarst.

Op it lêst koe Ismaël net mear. Hagar sloech de earm om him hinne en steunde him. En nearne wie wetter yn dizze toarre wyldernis. Dit is Sara har skuld, tocht se bitter, en Abraham, dat dy net wizer wie! En hwer bleau nou dy God fan Abraham, dy't har rêdden hie op dy earste reis! In great folk soe Ismaël wurde, in wâldezel fan in minske! It like der net folle op! Roungear hong er oan har earm, swier sleepten syn iepene fuotten, it bloed stie op syn tsjûke, droege lippen, fluitsjend kamen de siken út syn droege kiel.

Nou koene se net fierder. Ûnder in strûk liet se him falle; in mannich smelle strepen skaed foelen oer syn holle. Stroffeljend roun se fierder; hy jammere om help, mar hja koe him net stjerren sjen. In ein fierder foel se del en drukte de hannen foar de earen. Noch hearde se, swak en fierôf, syn jammerjen...

En doe wie der in stim, boppe har, njonken har, oeral om har hinne. Dat wie net it lûd fan in minske, dat wie de stim fan God sels. Wurd foar wurd koe se forstean. ‘Wês net bang, Hagar en help de jonge oerein, hwant hy sil net stjerre mar libje en ta in great folk wurde.’ Dus dôch! God hie har net forgetten! Hja fleach oerein. En ûnder it rinnen - hoe seach se nou ynienen sa skerp? - foel it each har op in stien, heal bidobbe ûnder it stouwend sân. Mei alle macht skuorde se de stien fan siden. Dêr ûnder, koel en klear, spegele it wetter. Doe pakte se de lege sek en liet him

folrinne en brocht it Ismaël... Letter, doe't hja dronken hiene en iten, swalken se fierder. Súd fan Kanaän, yn 'e woastine fan Paran, founen se plak to wenjen. Dêr woechs Ismaël fierder op; in wyld en ûnbannich minske waerd er, forbittere en sûnder freonen: syn hân tsjin elk en elken-ien tsjin him. Syn mem helle him in frou, út har heitelân, Egypte.

It offer

DY DEI DOE'T ABRAHAM SYN soan Ismaël fuort stjûrd hie, nou al wer jierren lyn, hie de bitterste yn syn libben west. Lang wie er noch ûnwen-

nich bleaun, en bytiden tocht er dat er der net oerhinne komme koe, mar op it lêst wende it en sûnt hong er mei hiel syn hert oan de jongste, oan Izaäk. In goede, fromme jongen wie dat, ien dy't God leaf hie en syn âlden hearrich wie; hiel oars as destiids de wylde Ismaël, dy't neat om sizzen joech en net folle om God.

Doe't Izaäk in jier as fyftjin wie, barde der eat, dêr't al dat âld fortriet om Ismaël folslein by wei foel, sa swier wie it en sa bitter. Op in nacht kaem de Heare Abraham foar en gebea him: ‘Nim nou dyn soan, dyn iennichste, dystû leaf hast, Izaäk en offerje him op ien fan 'e bergen dy't Ik dy wize sil.’ It wie as stie it hert him stil. Syn soan, syn iennichste, dy't er leaf hie, Izaäk... Elk wurd wie in slach op syn bounzjend hert. Stil lei er dêr yn 'e tsjustere slieptint en liet dat godswurd yn him omgean.

It barde wol faker yn dy tiid en yn dat lân dat in heit syn earste en âldste soan oan 'e goaden offere, mar Abraham hie it altyd wreed foun, in heidensk en sûndich gebrûk en hy hie nea net tocht, dat de Heare soks fan him freegje soe. En djip yn syn hert sei in stim: Doch it net Abraham, dû kinst net mei eigen hân dyn jonge slachtsje, siz dy wrede God de tsjinst op en sparje dyn soan.

Mar Abraham wist dat er net nei dy stim harkje mocht. Oan't nou ta hie er altyd dien hwat de Heare sei en it wie altyd goed kommen; út alle gefaer en need hie Er him rêdden, in soan hie Er him jown op syn âlde dei, dat soe er nou tsjin Him yn opstân komme, nou't it der op oan kaem? As God it frege, dan moast hy it dwaen en dan koe it ek. Wie dy God, dy't nou it bloed fan Izaäk frege net deselde Heare, dy't him doe syn jonge jown hie? Mocht God net weromnimme hwat Er to lien jown hie? En sûnder dat immen it hearre koe, sei er sunich: ‘Ik sil it dwaen, Heare, omdat Jo it wolle.’

Oan 'e moarn ta lei er wekker; hy koe net mear sliepe en iderkear seach er Izaäk foar him, syn earmen boun op it hout fan it alter. Doe't it noch hiel bitiid wie, noch amper ljocht gie er der ôf. Hy sei it net tsjin Sara; dit moast er allinne drage en hwat soe foar sok fortriet de treast fan minsken jaen? It wie ek better dat hja it net wist; hja wie de mem en dat is noch wer oars en hja soe har bern dochs net oerjaen kinne. Letter, as alles oer wie en hja kamen wer thús, miskien dat er it dan sizze koe. Hwant nou't syn bislút fêst stie en de earste striid oer wie, nou leaude er fêst dat God de jonge wer libben meitsje soe. Hie er him net mei in eed biloofd dat Izaäk libje soe en ta in great folk wurde? Né, hy twivele net, syn soan soe libje al gyng it ek troch de dea! Mar dêrom bleau it swier. Mei eigen hân moast er him slachtsje, it wrede mes troch dy jonge hals helje, it fjûr lizze ûnder it offer-hout. It koe net; hy koe it net dwaen, mar it moast.

Doe makke er alles ré foar de lange reis. Sels rôp er Izaäk en de beide slaven dy't mei moasten, sels seale er de ezel en mei eigen hân kleau er it hout. It wie as rekke er mei elke slach fan 'e bile syn bern, syn Izaäk. It swierste wie it ôfskie fan Sara en dat er neat sizze mocht en moedich glimkje moast...

Twa lange, lange dagen duorre de reis; twa nachten sliepten se deun tsjininoar oan, de âlde heit, en de jonge soan dy't er slachtsje soe. Doe't Abraham de tredde deis de eagen opsloech, wiisde God him de offerberch. Hy hiet de beide feinten to wachtsjen by de ezel en to-gearre gyngen se doe omheech. Sels droech er de pôt mei it smeulend fjûr en it stiennen mes; en op syn jonge skouders droech Izaäk it hout. Abraham sei net folle; hy hie genôch to tinken en hy woe it net earder sizze as op it âlderlêst. Doe ynienen hearde er achter him it lûd fan syn soan.

‘Heit!’

‘Sjoch, hjir bin ik, myn soan.’ Hy wist mar al to goed hwat de jonge freegje soe. ‘Heit’, sei Izaäk, ‘wy hawwe it mes en it offerfjûr en ik draech it hout, mar wer is it laem dat wy offerje moatte?’

‘God sil sels foar it offerlaem soargje, myn soan!’ En swijend gyngen se wer fierder. Ek Izaäk frege en praette net mear. Noch wist er net hwat him oer de holle hong, mar hy murk wol dat alles oars wie as gewoan, krekt as soe der hwat freesliks barre.

Sa kamen se boppe op 'e berch. Fan stiennen dy't dêr leine makke Abraham in alter ré; hy skikte it hout der op en lei de wide mantel ôf en doe naem er de touwen op. Mei greate eagen seach Izaäk him oan.

Hwat moasten dy touwen nou't der doch gjin offerlaem wie en hwerom trillen heite hannen sa?

'Izaäk', sei syn heit, 'dû moatst net kjel wurde, mar hjoed bistû it offerlaem. Godsels hat it sein en dû moatst net tinke dat ik net fan dy hâld, mar ik moàt it dwaen. As it oars koe...' En doe bigriep Izaäk alles fan dizze frjemde reis. Hy hie sa bliid west dat er mei mocht en nou sa... Fansels, as er woe koe er flechtsje; hy wie jong en syn heit wie âld en dy koe him dchs net krije. Hy liet it yn him omgean, mar hy koe net. Hy wist sels net werom, mar op 'e iene of oare wize bigriep er dat it dan noait wer goed wurde koe tusken him en God. It koe net oars, as God it woe moast er stjerre. Willich stiek er de hannen út en liet er him bine. Doe tilde syn heit him op - it grize burd teistere oan syn hite wangen - en lei him op it hout. It wie hurd oan syn bleate rêch. Doe seach er dat syn heit it mes naem en hy knypte de eagen ticht...

Hy hearde dat in frjemde stim rôp: 'Abraham, Abraham!' En doe't er de eagen iependie seach er hoe't syn heit nei boppen seach en hearde er him sizzen: 'Sjoch hjir bin ik, Heare.' En fan 'e hege himel rôp de Heare sels: 'Stek dyn hân net út nei de jonge en doch him neat; hwant nou wit Ik datstû godfreezjend bist en dyn soan, dyn iennichste, my net ûnthâlden hast.' Doe flikkere foar syn eagen it skerpe mes; it ritste troch de touwen en hy sprong yn syn heite earmen.

Nea hie Abraham mear fan syn soan hâlden as doe op 'e offerberch doe't er him weromkrige, as út 'e dea. En doe't er dêr stie en syn jonge oanseach, stil fan gelok en tankberens, hearden se achter har in wyld gerissel. In sterke raem siet mei de hoarnen fêst yn 'e taeijen tûken fan in strewel en hoe wylder as er sparle, hoe minder't er los komme koe. Bliid namen Abraham en Izaäk it bist en offeren it de Heare ynpleats fan Izaäk. Sa waerd dat wurd dochs noch wier, dat Abraham sein hie: 'God sil sels foar in offerlaem riede, myn bern!'

Nei it offer spriek de Heare jitris ta Abraham en fornijde alle biloften dy't Er him dien hie. Doe gyngen se by de berch del en mei de beide feinten reizgen se wer nei hûs. Nea hat Abraham dizze dei en dy reis wer forgetten en dy berch-fan-it-offer neamde er to-nei nea oars as: 'de Heare soarget.' En sa waerd hy, Abraham, mei syn sterk en hearlik leauwe in foarbyld foar al Gods bern.

Machpéla

IT WIE GOED TWEINTICH JIER LETter. Izaäk wie al lang gjin jonge mear, mar in man fan by de fjirtich, syn âlden wiene beide al fier oer de hûndert. Yn dy tiid waerd Sara siik en it liet him oansjen dat hja net wer better wurde soe. It kaem ek sa út: hûndert sawn en tweintich jier âld stoar se to Kiriath-Arba, de stêd dy't letter Hebron hiet.

It wie in swiere slach foar Abraham dat er Sara misse moast. Sa lang al hie se syn frou west en foar him soarge, safolle hiene se al ûnderfoun to-gearre: dy reis nei Egypte doe't hja de frou fan 'e Farao wurden wie, it swalkjen altyd wer fan it iene plak op it oare, it heukerjen yn tinten nei it romme hûs to Ur; it lange, lange wachtsjen op 'e biloofde soan, it fûl fortriet om Hagar en Ismaël en letter de greate blydskip doe't Izaäk kaem. En nou wie alles foarby, foargoed; nou wiene de warbere hannen foar altyd stil, de donkere eagen sletten; nou kloppe dat hert net mear, dat sa hertstochtlik leaf hie en sa fûleindich hate...

En by it lyk fan syn forstoarne frou siet Abraham en skriemde lûd en lang; hy skamme him syn triennen net en bûten stiene, earbiedich, de slaven en harken nei syn jammerjen. Hwa't roude om in deade frou, tochten se, dy moàst lûd roppe en kleije, oars soe it ommers wêze as joech er neat mear om har.

Doe't Abraham útgûld wie en gjin triennen mear oer hie, riisde er oerein; hy wosk him en sloech de mantel om en gyng nei Hebron. It waerd tiid dat er seach om in grêf foar Sara. Yn dat lân mei in lyk net langer boppe de ierde stean as op syn heechst in dei!

Hy hie fansels syn frou bigrave kinnen earne by syn tint oan 'e kant fan 'e wei, mar as it koe woe er leaver in rotsgrêf hawwe dat altyd bliuwe soe en dêr't romte

wie foar himsels en foar Izaäk, as dy syn tiid kaem, en foar hwa't nei Izaäk komme soe. Hy wist ek wol in gaedlik grêf, in spelonk by Hebron, mar dy lei op it lân fan Efron de Hethyt dy't yn 'e stêd wenne. It wie de fraech noch oft Efron it misse woe en oft syn sibben it goed founen.

By de poarte fan 'e stêd, op it Plein, trof er de hiele famylje hast. Ek Efron siet yn it formidden, mar dy woe er net fuortdaliks oansprekke: it wie better dat er earst ris hearde hwat de sibbe der fan tocht.

Dat hy bûgde foar it deftich selskip op 'e hege stuollen en dêrnei sei er fuort syn boarskip. It wie hast net iens fatsoenlik om sa mar it doel fan syn komst to sizzen - dêr hearde men stadich, mei brede sinnen, op oan to praten - mar de tiid dreau as er hjoed syn frou noch bigrave soe.

'Ik bin mar in frjemdling en bywenner by jim', spriek er, 'dat rjochten haw ik net, mar nou is myn frou forstoarn en ik soe freegje wolle: is it goed dat ik har útdraech en by jim bigraef?'

De mannen sieten stil en namen de tiid om der oer nei to tinken. Dy frjemdling koe om har wol in grêf krije, mar hy soe der goed foar bitelje moatte. It kaem miskien net iens sa min út, dat der haest by wie en net folle tiid to tingjen!

'Myn hear', sei ien fan harren, 'Jo moatte net prate fan frjemd: Jo binne yn ús formidden as in foarst fan God; bigraef jins deade yn it bêste fan ús grêven; net ien fan ús sil Jo in grêf úntkeare.'

Mei in djippe bûging tanke Abraham foar har skiklikens; doe sei er: 'As dat jim dan tinken is, doch dan in goed wurd foar my by Efron, de soan fan Sohar, dat er my de spelonk fan Machpéla forkeapet, de spelonk dy't op syn lân is.'

Allegeare seagen se nei Efron. It wie net nedich dat hja der mei him oer praetten: Efron woe dat lân mei dy rots fêst wol kwyt en hy wie âld en wiis genôch om net to min jild to freegjen. Fansels soe er net sa mar ynienen jild freegje, dat hearde sa net, mar as it der op oan kaem wie er wol los fortroud! En it kaem krekt sa't hja tocht hiene.

'Mar myn hear', sei Efron, 'harkje nei my. Dat stik lân dat jòw ik jo, en de spelonk dy't der yn is dy jow ik der op ta; lân en spelonk jow ik jo presint, bigraef mar stil jins deade.'

Abraham wie tige bliid dat er de spelonk krije koe: net yn in hastich grêf, midden yn it fjild, soe syn forstoarne rêste, mar yn in rom en koel grêf yn de rots fan Machpéla. Hy hie daliks wol bigrepen dat it Efron syn doel nèt wie om him it grêf forgees to jaen; dat wie mar in sprekmenear dy't der nou ien kear by hearde. En hy wist nou mar mei iens dat Efron it grêf net apart forkeapje woe, mar dat hy it stik lân der by nimme moast.

En jitris tanke Abraham mei in bûging. Doe sei er tsjin Efron dat er beide graech ha woe: it lân en de spelonk, mar dan foar de folle priis. Dat hie Efron ek net oars forwachte en hy hoegde him net mear to birieden. Bigearich fûnken syn donkere eagen, mar hy praette op in toan as wie er tige skiklik.

'As Jo der dan bislist jild foar jaen wolle.... De priis is fjouwer hûndert sulverstikken.... It is it neamen net wurdich foar minsken lyk as Jo en my, mar ja, men moat dochs hwat sizze.'

De deftige Hethiten seine neat, mar hja forskikten op 'e stoel. Dy Efron doarst it wol oan! It wie stikken en stikken to heech fansels, mar as dy frjemdling it bitelje woe....

Efron hie great gelyk dat er it frege: as it moast koe de helt der ôf en dan wie it noch in hege priis. Mar hja wiene àl binijd hwat Abraham hjir fan meitsje soe.

It foel har suver hwat fan him ôf dat Abraham daliks sei: ‘It is forkocht; ik sil it sulver helje.’ Spotsk seagen se him nei doe't er de poarte útgie. Wie dy man dan sà ûnnoazel, dat er fan prizen noch handel wist? Of wie it miskien dat er foar syn frou alles oer hie en oer har grêf net ienris tingje woe? Dat moast it wêze. En hy moast wol slimme ryk wêze dat er safolle goed jild joech foar dat hoekje lân dat Efron al lang kwyt woe. Yn elk gefal hie Efron hjoed in bêste slach slein.

Hja wachten oan't Abraham wer kaem mei in pear slaven en it sulver brocht. De stêven waerden sekuer woegen en ien dy't forstân fan skriuwen hie, kraste it keap-kontrakt yn in weake klaeisilinder. Thús soe Abraham it bakke litte yn 'e oune en dan soe it foar altyd biskreun stean dat it lân fan Machpéla, mei alle beammen dy't der op stiene en mei de spelonk dy't der yn

wie, oan him, en nei him oan syn erven, hearde...

Dy jouns siet Abraham yn syn tint, drôf en ûnwennich. Nou't Sara dêr lei yn it donker grêf, yn 'e spelonk fan Machpéla, nou fielde er earst hoe âld er wie en hoe iensum. In lân hie God him biloofd; nou wie it sechstich jier letter en nou hie er lân: ien smelle stripe, hwat beamguod en in grêf. Ta in great folk soe er wurde: en nou hie er oars net as ien soan, in man fan fjirtich jier, sûnder frou of bern. O Heare, hwat mealt Jo mole stadich!

Mar ek dizze iensume, lege joun leaude er dat it komme soe! Hy mocht net moedeleas wurde. Ismaël... dy telde net mear mei. En Izaäk, dat wist er nou, moast nedich in frou ha...

Rebekka

OP 'E GREATE KARAVAEN-WEI nei it Noarden ried in lytse karavaen: in mannich mânlju, tsien kamielen en, foar de oaren út, in âld man mei in lang griis burd. In lange reis soe it wurde út it Suderlân fan Kanaän nei de stêd Haran en aloan fitere de âldman de feinten oan. Hy soe bliid wêze as dizze frjemde reis mar wer achter de rêch wie en bûtendat: thús wachte Abraham syn hear, fol spanning hoe't it komme soe. Hy soe net graech wolle dat der Abraham hwat oer kaem, foar't hja goed en wol wer thús wiene en hy waerd der dochs al net better op sûnt de dea fan syn frou.

In nuvere reis wie it, as men der goed ynkaem en net om 'e nocht hie de âldman, heech op syn kamiel, de tearen yn 'e foarholle fan it tinken. Hy soe ek wolris witte wolle oft ea in man op sa'n boadskip útstjûrd wie as hy op dizze tocht nei Haran. Fansels, as âldste en fortroude slaef fan Abraham hie er wolris faker wichtige dingen regele en troch-en-dei gyng alles sahwat op him ôf, mar sa as nou...

Suver kjel wie er wurden doe't er de opdracht krige! It waerd tiid, hie Abraham sein, dat syn soan Izaäk in frou krige, mar hy woe foar gjin jild yn 'e wrâld dat er mei in Kanaänityske troude. It bêste soe wêze dat er in frou krige út 'e famylje fan Nahor, de broer fan Abraham, dy't noch altyd to Haran wenne. Spitich dat dat sa fier fuort wie. Hysels waerd to âld foar sa'n lange reis en as Izaäk der sels hinne teach... Hoe licht koene se him dêr net oerhelje dat er him yn Haran nei wenjen sette en dat mocht net. It wie fierwei it bêste dat der immen oars hinne gie, in man-op-jierren, ien dêr't er op oan koe en dy't wist hoe 'n frou as by Izaäk paste.

De âldman hie der raer by opharke. Fansels, it wie in hege eare en in biwiis dat Abraham him fortroude, mar it is al net maklik om foar jinsels in frou to sykjen, lit stean dan foar in oar en dan yn in stêd dêr't er gjin minske koe! Hy wist net hoe't er dit hawwe moast, mar as de hear gebiedt dan moat de tsjinstfeint gean! Hy hie noch frege: Mar as ik nou àl in frou fyn dy't my geskikt ta liket en hja wol net alhiel nei Kanaän ta, moat ik dan myn hear Izaäk nei Haran bringe? Abraham hie sein fan né. Sels as hy wei wie, dan noch moast Izaäk yn dit lân bliuwe. In eed hie er dwaen moatten dat er Izaäk ûnder gjin bitingst bûten Kanaän bringe soe.

Hy hie der noch tsjin ynlein. Mar as sa'n jongfaem nou perfoast net mei woe? Doe hie Abraham earnstich sein: ‘Sit dêr mar net oer yn. Ik leau fêst wol dat it goed komme sil! De Heare, de God fan 'e himel dy't my út ús heite hûs en út it lân fan ús sibbe nommen hat, dy sil syn ingel foar dy útstjûre, datstû dêr myn soan in frou mei wei nimst.’

Dat sadwaende ried er hjir nou. It wie as hearde er dat wurd fan syn hear nou noch yn syn earen. Abraham twivele net, God sels soe Izaäk in frou biskikke. Mar dan mocht hysels nammers ek net twivelje! As it sa fier wie soe er bidde en dan mocht er it fierder oerjaen.

Doe't hja dagen en wiken reizge hiene, kamen se op it lêst by de stêd Haran. By de wetterboarne, ticht by de poarte, liet er de kamielen knibbelje. Hy koe gjin better plak bitinke om to rêsten: hjir moasten ommers op 'e neidei de fammen komme om wetter to heljen foar de nacht. Hwa wit, as God him seinge, koe er hjir de frou net treffe dy't er mei ha moast nei Kanaän?

Bitrouwend bûgde er de grize holle. ‘Heare, God fan Abraham’, bea er, ‘hjir stean

ik by de boarne en aenstouns sille de fammen fan 'e stêd om wetter komme. Jow dan Heare, as ik ien fan harren om drinken freegje, en hja seit út har sels: “Ik sil ek de kamielen drinken jaen” - jow dan dat dat de jonge frou wêze mei dy't Jo Izaäk útsjoen hawwe.’

Noch mar krekt hie er it bidden dien, of der kaem al in jongfaem oan. Hy seach har yn it foarbygean oan en murk dat se tige tsjep wie. Stil wachte er, wylst hja nei ûnderen gyng en wetter helle; doe't hja wer omheech kaem, de folle krûk op 'e holle, frege er om in slok drinken. Daliks liet hja de krûk sakje. ‘Drink, myn hear.’ En noch wylst er dronk sei se freonlik: ‘Ik sil jins kamielen opputte oant hja sêd dronken hawwe.’

Lang seach er nei har sa't se op en del gie mei de wetterkrûk, fan 'e boarne nei de drinkersbak en fan 'e bak wer nei it wetter. Tsien kamielen kinne gâns wetter op, nei in lange mars oer de moudige wegen, en de âldman wie al lang de tel kwyt fan har reizen. It wie as forgeat er alles om him hinne, as seach er oars net mear as dat slanke jonge fanke mei har donker hier en har linige earmen. En hoe langer as er nei har seach, hoe fêster as er wist dat syn gebet forheard wie! Hy hie bidden om ien dy't de kamielen boarne woe, en dizze die it, sûnder dat er it frege hie, alhiel út harsels! Dit wie in frou dy't hwat foar in oar oer hie en dy't net bang wie foar it wurk. Hy gyng nei syn kamielen en naem út ien fan 'e pakken in gouden ring en twa swiere gouden earmbannen. Doe't it boarnen dien wie gyng er op har ta en hong har de ring yn 'e noas; de beide earmbannen skoude er om har brune earmen. Hja krige in kleur as fjûr. Mocht se sa mar geskinken oannimme fan in man dy't se nea earder sjoen hie? It soe fêst neat hinderje: hy wie sa goed en sa âld; om 'e jierren hie er bêst har pake wêze kinnen. Mar nou moast se nedich nei hûs en alles oan har mem fortelle. En hwat soe har broer Laban dan greate eagen opsette! Dy hâldde wol fan moai, binammen as er it sels net hoegde to biteljen.

Mar foar't hja fuortkomme koe moast se noch hiel wat fragen bianderje. Hja fortelde dat se Rebekka hiet en in dochter wie fan Béthuël, de soan fan Nahor; dat hja yn Haran wennen en dat der romte genôch wie thús, foar him en de feinten en foar alle tsien kamielen. En dy âlde man lake mar en knikte mar, lyk as hie er har famylje al jierren en jierren kennen. Hja bigriep it net.

En wylst Rebekka hurd nei hûs ta roun, bûgde dêr by de boarne in âld man de grize holle en tanke God út 'e groun fan syn hert. Doe gie er sitten en wachte dat hja him helje soene; hy foun it net fatsoenlik om sa mar mei de hiele karavaen dêr foar de doar to kommen. Lang hoegde er net to wachtsjen. Ut de poarte fan 'e stêd kaem mei flugge stappen in jonge man op him ta; hy seach dat it famylje fan 'e jongfaem wêze moast, sa like er op har. Doe't er him bikend makke hie, - hy wie Laban, de broer fan Rebekka - moasten se daliks mei: it hûs wie rom en der wie plak en strie foar de kamielen. De âldman glimke tankber. Dit wie wol in bysûnder wolkom, mar hy soe wolris witte wolle oft it ek net in bytsje mei om 'e ring en de earmbannen wie...

Dy jouns siet er by de tafel yn it gastfrij hûs fan Béthuel. De fuotten hie er wosken yn koel en helder wetter, de kamielen leine yn it strie en hiene folop foer hawn; de feinten ieten mei de boaden fan Béthuel. Hja droegen it iten op. ‘Kom’, noegen se, ‘jo sille wol honger bireizge hawwe en der is genôch.’

Earnstich skodde er de holle. ‘Ik sil net ite, foar't ik myn wurd sprutsen haw.’ Binijd seagen se him oan. Hwat boadskip koe er hawwe dêr't sa'n haest by wie, dat

sels it iten wachtsje moast? Ticht skikten se by him en harken nei alles dat er fortelde. Hoe't God de Heare Abraham seinge hie mei skiep en kij, mei goud en sulver, mei slaven en slavinnen, mei ezels en kamielen en hoe't Er him, op syn âlde dei, noch in soan, Izaäk, jown hie. En dat dy soan nou al wer fjirtich jier wie en dat er nou op 'n paed wie om foar Izaäk in frou to sykjen. En noch frjemder harken se op doe't er fortelde fan syn gebet by de boarne en dat God himsels de frou oanwiisd hie dy't er mei ha moast: Rebekka. ‘En nou moatte jim it mar sizze’ sei er, ‘oft jim myn hear dy greate gunst dwaen wolle en jow my it fanke mei. En sa net, siz it dan rounút, dat ik oars om sjen kin.’

Béthuel en Laban namen de tiid om der oer nei to tinken. Dit wie sa frjemd en sa

ûnforwacht! Mar sa't er dêr siet, dy âlde, sa rjocht en sa hecht, sa earnstich mei syn grize lokken en syn wyt burd, hiene se de moed net om to wegerjen. Net as in slaef siet er dêr dy't foar syn hear in boadskip oerbrocht hat en nou op andert wachtet - hy like in profeet dy't in godswurd spriek en net twivele of it soe neikomme.

Doe seine de beide mannen: ‘Yn dizze saek kinne wy neat sizze, gjin goed noch kwea; God hat sprutsen en it past ús net tsjin Him yn to lizzen. Dat nim de jongfaem mei en lit har de frou wurde fan jins heare soan.’

En wer bûgde de âldman him nei de groun yn tank oan God dy't syn wei foarspoedich makke en doe dielde er út mei de romme hân: goud en sulverguod en kleanspul foar Rebekka, mar ek har mem en Laban waerden net foarbypart. Doe koene se dan einlings ite en let yn 'e joun joegen se har del ta de sliep.

Mar de oare moarns foar dau en dage wie de âldman al wer by de wurken; syn feinten makken de kamielen ré foar de lange reis. Forheard seine Laban en syn mem: ‘Hwat sille Jo sa bitiid al? Jim kinne dochs noch net fuort, sa gau. Lit Rebekka in dei of tsien thúsbliuwe en gean dan op reis’. Mar dêr woe er gjin praet fan hearre. ‘Ik moat nou wer fuort’, sei er, ‘it is net om my, mar myn hear wurdt minder en ik soe net graech wolle, dat er stoar foar't ik wer thús bin. Dat hâld my net op nou't de Heare myn wei sa foarspoedich makke hat.’

En wer doarsten se neat tsjin him yn to lizzen. Mar dit koe dochs net bûten Rebekka sels om gean! De foarige jouns, doe't hja har oan Izaäk ta-seine, in faem oan in man dy't hja nea to foaren sjoen hie, doe hiene se har net frege: yn sok ding wiene de mânlju baes. Mar dit wie sa frjemd, sa bûten alle regel, hjir moast se sels oer bislute. Rebekka hoegde har net lang to bitinken. ‘Ik gean mei’, sei se.

It waerd in drokke moarn. Fan alles moast der ynpakt wurde, hwant net allinne Rebekka gyng mei, mar ek in pear slavinnen dy't har tsjinje soene yn it frjemde lân. En doe kaem it ôfskie. Mei triljend lûd seinge Béthuel syn dochter en Laban, dy't net mei in bytsje to-freden wie, foun in prachtige spreuk: ‘O suster, wurd ta tûzen kear tsientûzenen en meije letter dyn bern de poarte fan 'e fijân bisitte!’ En mei dy seine en mei de triennen yn 'e donkere eagen, bigoun de jonge breid de reis nei har breidgeman...

Op in lette joun, ticht by it tintekamp, doe't Izaäk yn it fjild wie om to bidden, seach er de kamielen kommen. Hy hie net tocht dat hja sa gau komme soene. Mei klopjend hert roun er de karavaen to-mjitte. Doe seach er in jonge frou fan 'e kamiel gliden en op him ta kommen. Hja hie in donkere wale foar; hy seach oars net as twa fûnkjende eagen en in bosk swart hier. Syn breid! Dyselde joun noch trouden se en fierde er har yn syn memme tint...

Ek Abraham wie tige bliid. Nou wist er dan dat Izaäk in flinke frou hie, ien dy't wist hwat se woe en dy't 'him yn alles helpe soe. Nou koe er dan de holle rêstich dellizze. It lei him by dat dat ek net lang mear duorje soe!

It kaem lykwols hiel oars út. Abraham stoar noch net, hy hat noch mear as tritich jier libbe en troude letter sels noch mei in slavin. Ek dy har soannen hat er letter fuortstjûrd, hwant, krektlyk as Ismaël, mochten se net mei de soan fan 'e bilofte, mei Izaäk, ervje.

De twillingen

IZAÄK EN REBEKKA KRIGEN YN HAR trouwen itselde leed to dragen as destiids Abraham en Sara: hja krigen mar gjin bern. Jier nei jier gyng foarby en doe't hja hast tweintich jier troud west hiene wiene se noch altyd to-gearre. Foaral Rebekka foel it wachtsjen tige swier. Soe se dan itselde paed lâns moatte as har man syn mem en soe se net earder in soan krije as yn 'e hege âlderdom?

En hwerom moast hàr dit nou oerkomme, tocht se bitter. Wie it dan noch net moaijernôch dat hja har lân en har folk, har heit en har mem forlitten hie om yn in frjemd lân to trouwen mei in man dy't se nea earder sjoen hie? Moasten har bêste jierren mei wachtsjen foarby gean? Koe dy God fan Izaäk, dy't him in folk biloofd hie, har dan net ien jonge jaen?

Doe't hja op in kear wer tige moedeleas wie, gyng Izaäk hinne om God foar har

to bidden. Dat hie er fansels wol faker dien, mar noch nea hie er sa mei ynmoed bidden as nou. En dizze kear harke God nei him en sels spriek Er mei Rebekka en sei dat hja twillingen krije soe. Beide soene se ta in great folk wurde, mar der soe oanienwei striid tusken harren wêze en de jongste soe oer de âldste hearskje.

Faek tocht Rebekka oer dat godswurd nei. It moast wol in bysûnder bern wurde, dy jongste, dat er it rjocht fan 'e earste berte ha soe. Mei him soe God dus Syn forboun oprjochtsje, út him soe letter it folk fan God fuortkomme en as Izaäk kaem to stjerren soe hy it dûbeld diel fan 'e erfenis krije. En hoe mear't hja der oer neitocht, hoe greater har langst nei de jongste waerd. Soms wie it as foel it wachtsjen har noch swierder, nou't hja wist dat it net lang mear duorje soe.

Doe't dan einlings de greate dei der wie en de twillinkjes berne waerden, liken se neat op elkoar. De jongste, Jakob, wie in hiel gewoan bern, mar de âldste, dy't Ezau hiet, wie hielendal mei hier bigroeid; it like wol hwat op in lyts brún geitsje, sa't er dêr yn syn memme earmen lei yn 'e mantel fan syn rossich hier. Rebekka wie noch net forgetten hwat God fan 'e jongste sein hie, mar de lytse Ezau wie se suver hwat greatsk op. ‘Dat is gjin gewoan bern’, seine de slavinnen, ‘it sil in sterke knaep wurde, hwant al dat hier is in teken fan krêft.’ Dat leaude Rebekka ek wol, mar hoe sterk moast dan dy oare net wurde, dat er oer syn âldere broer hearskippij ha soe? En doe blonken der triennen yn har donkere eagen, doe't hja der oan tocht dat der striid wêze soe tusken de bruorren. God hie it sels sein, mar sa't hja dêr to-gearre leine to sliepen, fredich nêst elkoar op it greate bêd, koe se it hast net leauwe.

Doe't de beide jonges great waerden, waerd Ezau in jager en Jakob in féhoeder. Jakob wie stil en rêstich, in húslik man, dy't fan moarns ier oan't yn 'e lette joun oan it wurk wie, mar Ezau wie in swalker, dy't it noait net lang op itselde plak úthâlde koe. Ûren en ûren koe er achter it wyld oanjeije en as er hwat fongen hie makke er it sels ta en brette it fleis en brocht it by Izaäk, hwant hy hâldde in bulte fan syn heit en mocht de âldman graech in deugd dwaen. En allinne al om dat brette wyld, dêr't er alles yn 'e wrâld by forjitte koe, hie Izaäk syn âldste soan it leafst.

Rebekka hâldde it meast fan Jakob, net allinne om dat Godswurd fan lang forlyn, mar ek om't er alhiel har aerd hie en alles wol foar har dwaen woe. Der wie gjin ding dat er net mei har bipraette en binammen oer it rjocht fan 'e earste berte hiene se it faek to-gearre. Altyd wer sei Rebekka dat hy, Jakob, de earste wêze moast en dat him it dûbeld part fan 'e erfenis takaem en altyd wer warskôge se him, dat er oppasse moast dat Ezau him net út syn rjochten wrotte.

Dat hie Jakob sels nammers ek al tocht, mar Ezau wie sa sterk en sa wyld en dy soe wis net tofreden wêze mei it twadde plak. Hy koe it him ek net bigripe dat Izaäk dy't sels sa stil en evenredich wie sa fier mei Ezau wei-roun. Wis, de âldman mocht it brette wyld tige graech, mar yn oare dingen steurde Ezau him net oan syn heit en die er syn eigen sin. Doe't er fjirtich jier wie naem er twa heidenske froulju en troude dêrmei, hoewol't er wist dat syn heit en mem it freeslik founen. Ek Izaäk hie der tige mei to dwaen, mar dy sei der net folle fan en doe't Ezau likegoed noch faek op 'e jacht gyng en him fan it brette wyld brocht en syn âlde heit net forgeat, doe waerd der alhiel net mear oer praet. Allinne Rebekka koe der net oer hinne komme en klage der oer tsjin Jakob. Dy soe soks noait dwaen, hwant Jakob tsjinne de Heare en woe graech Gods seine ha.

Hoe âlder de beide soannen waerden, hoe mear Izaäk oan Ezau hong en hoe fûlder Rebekka foar Jakob opkaem. It wie oft God har net twa soannen tabitroud hie, mar

oft hja elk in soan hiene, de heit ien en de mem ien. En beide bigriepen se net hoe sûndich dat wie en dat dêr rûzje fan komme moast.

Op in kear barde der hwat, dat alles noch helte slimmer makke.

Jakob wie yn it fjild by de keppel en om't er fier fan hûs wie, sea er sels syn iten, in gerjocht fan peulfruchten, read en smaeklik. Hy soe krekt ite doe't Ezau der oan kaem, hongerich en yn 'e ein fan in lange, swiere jacht. Hy koe de reis nei hûs suver net mear dwaen en dêrom kaem er op Jakob ta. Syn eagen ljochten op doe't er yn 'e panne seach. Hy liet him falle yn

it gêrs. ‘O’, sei er, ‘lit my dochs slokke fan dat reade, dat reade dêr.’ De hannen dy't er nei it iten út stiek trillen fan wurgens. Forfelend, tocht Jakob, nou reitsje ik sels by it iten troch, hwant as Ezau ien kear bigoun, bleau der dochs neat oer. Hwat die er altyd sa fier fuort to swalkjen en him sa yn it swit to jeijen! As er him by de keppel hâldde en wurke lyk as oare minsken, dan koe er fan 'e keppel ite en hoegde er net om in oar sines to skoaijen. Mar fansels, men koe it net wegerje: hy seach der út as soe er it net lang mear meitsje. En doe kaem der Jakob hwat yn it sin! As er nou oppaste dan koe er in slach slaen! Nou hie er dy sterke, wylde Ezau yn 'e macht.

‘Dû kinst it krije’, sei er koel, ‘mar forkeapje my dan dyn rjocht fan 'e earste berte.’

Forheard seach Ezau him oan. Dat wie krekt hwat foar Jakob, syn hongerige broer in panfol iten forkeapje! En dan foar sa'n priis! It lei him op 'e lippen om to sizzen: Hâld dyn iten sels mar, ik sil my wol rêdde! mar hy bitocht him ek wer. Hwat koe him dat rjocht fan 'e earste berte skele, en dy seine fan God, en dat dûbeld bernepart, as har heit forstoar? Hy hie nòu honger en ervjen wie it noch net oan ta! ‘Jow op’ sei er heas, ‘ik gean dochs ien kear dea en dan jowt al dy rykdom my ek al neat.’

Mar noch joech Jakob it him net. ‘Hjir is net ien by ús’, sei er, ‘net ien dy't letter tsjûgje kin. Dû moatst der in eed op dwaen!’

‘Ek al wer goed’, sei Ezau ûnforskillich. Hy stiek in hân omheech en swarde yn 'e namme des Heare. Mar wylst er de hillige wurden sei gyngen syn eagen oer dat skoander miel...

Doe iet er, mei rimpene, hastige slokken as in roppige wolf by 't winter; mei syn rûge hân fage er de mûle ôf en sûnder wurd of groetenis gyng er fuort. Wylst er mei greate stappen it fjild oer roun, tocht er nei oer hwat er dien hie. It spiet him nou; mar it wie to let om noch werom. Hy hie in eed dien! Wacht mar, tocht er bitter, Jakob hat my bidragen, mar ik krij der him noch wolris foar! Dat er it rjocht fan 'e earste berte en it forboun fan God forachte hie, dêr tocht er net ienris oer...

En by de lege panne siet syn broer Jakob. Nou wie alles sa't wêze moast. Nou hie er dan hwat er al lang bigeard hie, nou wie dan dat wûndere godswurd wier: nou hie de jongste de âldste oermânsk west. Hy tocht net ienris it meast oan dat dûbeld berne-part, oan slaven en fé en jild; it gyng him meast om 'e biloften fan God, om 'e seine en om it Forboun. Dat er forkeard dien hie, dat er misbrûk makke hie fan Ezau syn honger, dat er Gods greate seine net kéapje mocht, dat kaem net by him op.

It bidroch

EN WER GYNGEN DE JIERREN foarby. De beide bruorren wiene by de tachtich en har heti, Izaäk, waerd in âld man, wurch en sa goed as blyn. Hy wie net siik en it iten smakke him noch bêst, mar as men sa âld is kin elke dei de lêste wêze. It waerd tiid dat er oarder op saken stelde en mei syn soannen praette. Dêr lei er faek op bêd oer to tinken, hoe't dat nou moast, mei Jakob en Ezau. Syn heit hie him foar syn forstjerren ek in seine meijown en him alles tamakke: jild en fé en slaven. Mar dy hie it makliker hawn as hy nou, dy hie mar ien soan mear en hoegde net to kiezen: Ismaël en de oaren wiene lang al fuort. Hy hie twa soannen en hwa moast er nou de greate seine trochjaen en it dûbeld diel fan 'e erfenis? It kaem winliken Ezau ta, dat wie de âldste, mar dy joech net folle om God en die alles dat him yn 'e holle opkaem. Nou, fjirtich jier letter, hiene syn âlden der noch altyd lêst fan dat Ezau doe dy beide heidenske

froulju nommen hie. Spitich dat dy jonge sokke wylde wegen gyng; hy mocht him oars sa graech lije en net ien koe it wyld sa lekker briede as hy!

En dan wie dat godswurd der noch, dat Rebekka krige hie, lang lyn doe't de twillingen der noch net wiene. ‘De âldste sil de jongste tsjinje.’ Ûnbigryplik wie dat dochs en soms tocht er: soe Rebekka it wol goed oerbrocht ha? Hja stie der fêst op en it koe ek wol wier wêze, mar fansels, Rebekka hâldde it altyd mei Jakob!

En as er Jakob al seinge, hwat soe Ezau dan sizze? Hy woe net graech dat der rûz-

je fan kaem; hy wie al sa wyld en opljeppen, syn âldste. Mòcht er him winliken wol foarbygean? It wie gjin lytse saek: in dûbeld berne-part, de greate seine en it forboun mei God! En dat om in wurd fan tachtich jier lyn, dat er sels net ienris heard hie! Hwa wist, soe it ek net hwat tafalle mei Ezau? As er jitris goed mei him spriek en him op syn plichten wiisde, soe er dan net hwat evenrediger wurde, hwat kalmer, hwat frommer faeks? En às er Ezau de seine joech, soe it dan net sa wêze dat God him seingje mòast. It koe ommers wêze dat Ezau der mei bihâlden wie en Jakob, dy soe him wol rêdde, dêr hoegde men gjin noed mei to hawwen, dy wie snoadernôch...

Op in dei naem er in bislút en liet er Ezau roppe: ‘Sjoch, ik bin âld en wit de dei fan myn dea net, dat nim dyn jagersark en sjit my wat wyld en meitsje my in smaeklik miel klear, dat ik der fan yt en myn siele dy seingje mei, ear't ik stjer.’

Mei greate, moedige stappen sette Ezau de lannen út, de pylkoker op 'e heupe, de bôge oer de rêch. Hy lake lûd en spotsk, doe't er oan Jakob tocht. Nou rekke er dochs noch by de seine troch, dy snoade Jakob, dy't it rjocht fan 'e earste berte kocht hie foar in panfol iten. Hwat hie dat iten him doe skoan smakke! En nou de seine der noch op ta en fan alle have it dûbeld diel! Dêr moast er oanienwei oer tinke, wylst er oer de heuvels swalke. Mar like goed gyngen syn fûle jagerseagen alle kanten út...

Hja hiene der neat fan fornommen, de heit en de soan, mar Rebekka hie alles heard dat Izaäk sein hie; hja hie op 'e hark stien en gjin wurd wie har ûntkommen. Hwat gemien, tocht se, hwat troch alles hinne gemien! Sels hat er Jakob it rjocht fan 'e earste berte forkocht en nou seit er neat en nimt er de seine dochs! Hja hie it op 'e lippen om to rappen, mar doe bitocht se har. As it oer Ezau gyng, woe har man ommers dochs gjin reden forstean. Mar de seine krige er net, dêr soe hja wol foar soargje.

Sadré't Ezau fuort wie stjûrde se ien fan 'e feinten út om Jakob to heljen. Hy moast komme en oars mocht gjin ien der fan witte. Doe't er foar har stie, hymjend fan it hurde rinnen, hie se har plannen al klear: as Jakob krekt die sa't hja sei, dan krige er de seine! It koe net misse. Hastich fortelde se him hwat der bard wie en lei him op hwat er dwaen moast. Twa bokjes moast er slachtsje en strûpe; it fleis moast er har bringe en dan soe se it briede, krekt sa lekker as Ezau it oars die. Dan moast er Ezau syn klean oan dwaen dy't noch yn har tint hongen en dêr't de rook fan it fjild oan wie en sa moast er nei syn heit ta gean en sizze dat er Ezau wie. Syn lûd koe er wol hwat foroarje en as er him net forpraette, dan murk Izaäk it fêst net. It kaem mar goed út dat de âldman blyn wie, oars hie it sa net kinnen. Hja fielde net iens, hoe gemien it wie om jins eigen heit sa to bidragen, hoe swier har skuld wie, dat se har soan soks oplei. Hja tocht mar oan ien ding: Jakob moat de seine hawwe; al it oare telde se net.

En hie Jakob doe mar sein: ik doch it net; ik wol myn âlde, bline heit net forlige. Mar dat sei Jakob net; hy doarst it net oan, mar hy wóe it wol. Hy woe alles dwaen om dy seine to krijen. ‘It kin net’, sei er mismoedich, ‘ús heit sil my fêst bifiele en dan komt it út, hwant Ezau is in hierrich man en ik bin in glêd man. En as heit it fornimt dan soe ik in flok oer my helje, ynpleats fan in seine.’

‘It moat dochs!’ sei Rebekka. ‘As der in flok fan komt, dan draech ik dy foar dy, myn soan. Ik haw alles foar dy oer; mar jim heit hoecht it net to fornimmen! Bring my de feilen fan 'e bokjes, dan strûp ik se dy oer de polsen en ik doch in stik om dyn hals, dan fielt it krekt as Ezau. Dat praet nou net langer, mar doch hwat ik dy gebean haw.’

Doe gyng Jakob en die hwat syn mem him oplein hie. Hy seach der tige tsjin oan, mar hy soe syn bêst dwaen. It gyng him net alderearst om it dûbeld diel fan 'e have, net om skatten fan jild en fé, it wie him alderearst to rêdden om dy seine, om it forboun fan God en hy bigriep net, dat men Gods genede net stelle kin...

Doe't alles klear wie, de bokjes bret, de wyn ynskonken, de mantel fan Ezau om, gyng Jakob de tint fan Izaäk yn. Syn wangen gloeiden; it hert sloech him wyld, mar syn lûd trille net doe't er ‘Heit’ sei.

Fan it bêd kaem in forhearde stim: ‘Sjoch, hjir bin ik. Hwa bistû, myn soan?’

Jakob antwurde: ‘Ik bin Ezau, jins earstberne; ik haw dien lyk as jo sein hawwe; jow jo dochs oerein en yt fan myn wyld, dat jins siele my seingje mei.’

De âlde man riisde oerein op it bêd.

‘Hoe hastû sa gau hwat krige, myn soan?’ Sûnder him to bitinken sei Jakob: ‘Omdat de Heare, jins God my in bist yn 'e mjitte skikt hat.’ Krekt sa soe Ezau it sein ha: jins God. Mar yn 'e haest tocht Jakob der net om dat er syn lûd forbrekke moast en doe wist Izaäk hielendal net mear hwat er der oan hie.

‘Kom dochs tichterby, dat ik dy bifiele mei, ofstû wier Ezau bist, of net.’ Djip skamme Jakob him doe't er de hannen op 'e tekken lei en him bûgde oer it bêd. It wie as stie it hert him stil, doe't dy smelle, âlde fingers glieden oer de fellen om syn polzen, oer de rûgens yn syn hals. Hy hearde de âldman sizzen: ‘Frjemd, mar de stim is Jakobs stim en de hannen binne Ezau's hannen.’ En jitris frege er: ‘Bistû dan wìer myn soan Ezau?’

‘Ik bin it’, sei er fêst. Oer it antlit fan 'e bline glied in blide glim. Fansels wie it Ezau, syn leafste soan. It wie as klonk syn stim hwat oars, mar dat soe wol fan syn âlde earen komme; hy hearde sa skerp net mear as yn syn jonge jierren, mar syn fielende fingers, dy wiene noch wissernôch. En gjin man op Gods wide wrâld hie sokke rûge earmen, sok in rûge hals, as Ezau.

‘Set it by my’, sei er, ‘dat ik ite en dy seingje mei.’

Jakob sei neat mear; hy hie ek al genôch leagens sein en hy tocht der net oan dat alles dat er die, syn swijen likegoed, bidroch en leagen wie. Flak foar syn bline heit sette er it iten del en sels stjûrde er de taestende hannen. Strak seach er nei de âldman. En Izaäk, by dit kostlik miel, forgeat alles om him hinne. Hy mocht dan âld wêze en swak en wurkje koe er net mear, mar hy koe noch tsjin in jongkeardel ite! En hwa koe it wyld sa kostlik briede as Ezau, de wylde jager? Dit wie al edeler smaek as fan Jakob syn nuete bokjes! Doe't er sêd wie, brocht Jakob wyn en hy dronk der fan, stadich, mei lytse swolchjes. It wie oft alle wurgens by him wei foel; rjochtop siet er op it bêd, jong suver en moedich.

‘Kom, myn jonge, patsje my!’

En wer bûgde Jakob oer it platte bêd; syn lippen roerden syn heite foarholle, de bûnte mantel fan Ezau foel oer it bûnte tekkenguod. Doe roek de âldman de rook fan Ezau's klean, de rook fan it wide fjild en alle twivel foel by him wei. Dit wie hwat oars as de skieppe-rook dy't Jakob oeral mei hinne naem, dit wie syn âldste, Ezau en sa mar yn-ienen foun er de wurden fan Gods greate seine.

‘Sjoch, de rook fan myn soan is de rook fan it fjild, dat de Heare seinge hat. Mei God dy jaen de dauwe fan 'e himel, en it fette fan 'e ierde, en oerfloed fan weet en druvesop. Folken sille dy tsjinje en naesjes sille har foar dy bûge; wês in hear oer dyn bruorren en de soannen fan jimme mem sille foar dy bûge. Forflokt moat wêze hwa't dy forflokt en hwa't dy seinget mei seinge wêze.’

Doe't er alles sein hie, liet er him yn 'e kessens sakje. Hy wie tige wurch en tige bliid. Hy woe nou rêste en tinke oer de takomst. Ezau... syn greate, sterke soan!

Sûnder in wurd to sizzen gyng Jakob de tint út. Nou hie er dan de seine, dy't er sa lang en sa fûl bigeard hie. Mar nou wie it krekt as koe er der sa bliid net mei wêze as er earst tocht hie. En hoe moast er nei dizze dei noch wer by syn heit komme!

Rebekka lake om syn noeden en soargen. Har slimme plan wie slagge: Jakob hie de seine en it rjocht fan 'e earste berte. Al it oare telde se net!

Yn 'e fierte, oer it iepen fjild, sette Ezau op hûs ta; in sketten bist hong oer syn sterke rêch en hy lake breed en foldien yn syn rossich burd.

It wie wer in skoft letter, dyselde oerdei. Yn 'e skimer fan 'e tint slûge de âlde Izaäk nei dat oerdiedich miel. Doe wie der bûten in swiere stap, it tintkleed rissele iepen, in lûde stim sei: ‘Hjir bin ik al. Gean nou oerein heit en yt fan myn wyld en seingje my mei jins hiele hert.’

Kjel riisde Izaäk oerein op it bêd. Hwa koe dat wêze, dat syn lûd sa op it lûd fan Ezau like? Hwa woe him nou noch iten bringe, nou't er al iten en seinge hie? Woe Jakob nou ek noch...

‘Hwa bistû dochs?’

Dyselde stim sei, forheard en hast forwitend ‘Mar heart heit dat dan net? Ik bin ommers Ezau, jins earstberne soan!’

‘*...gean oerein, yt fan myn wyld en seingje my mei jins hiele hert!*’

Doe kromp de âldman yninoar, sa skriklik kjel waerd er. Nou wist er it; dit wie Ezau, syn stap, syn lûd, syn rook. O, mar hwa hie him dan niist dat kostlik iten brocht, hwa hie him bidragen en de seine stellen dy't er Ezau tatocht hie? Allinne Jakob koe it wêze, syn jongste soan. En hy miende sa fêst dat it Ezau wie!

'Myn jonge', sei er drôvich, 'dû bist to let! Der is ien dy't my wyld brocht hat en ik haw iten en him seinge. En gjin minske kin dy seine wer werom nimme.'

Hy wachte hwat Ezau sizze soe. Hy tocht net oars, as nou soe er freeslik lilk wurde en flokke en oangean. Mar Ezau flokte net; hy gûlde, lûd en bitter. It gyng Izaäk troch alles hinne. Syn sterke, wylde soan, dat dy nou sa skrieme moast! Hy koe neat bitinke om him to treasten.

'Dyn broer is kommen mei bidroch en hat dyn seine weinommen.'

Ezau fage de triennen út 'e eagen. 'Jakob', sei er bitter, 'it wurd bitsjut: bidrager en in bidrager is er. Earst hat er my it rjocht fan 'e earste berte ûntset en nou hat er myn seine stellen.' En dêrmei fleach it him op 'e nij wer oan. Hy wóe dy seine net misse, it wie biloofd, nou moast it ek.

Op 'e knibbels foar it bêd smeke er: 'Hat heit dan gjinien seine foar my oerhâlden?' 'Jonge', sei Izaäk drôvich, 'ik haw him ta hear oer dy steld, al syn bruorren haw ik him ta slaven jown en ik haw him nôt en druven tasein, dat hwat soe ik dan noch foar dy dwaen kinne?'

Mar Ezau joech it noch net oer. Dat er destiids syn heite seine forachte hie, dat er nearne gjin rjocht mear op hie, dêr tocht er net oan. En jitris sette er syn lûd út en skriemde. 'Hat heit dan mar ien seine, heit? Singje my, seingje my ek, heit!'

Doe koe Izaäk it net langer útstean. 'Kom', wonk er, 'du silst dochs in seine hawwe, likegoed as Jakob. Stil mar.' Hy praette as immen dy't in twingerich bern bisust: in bern fan tachtich jier. En op Ezau syn wyld prûk hier lei er syn beide hannen:

> 'Sjoch, fier fan 'e fette ierde sille dyn wenten wêze, fier fan 'e dauwe fan 'e himel fan boppen. En fan dyn swurd silstû libje, en dû silst dyn broer tsjinje, mar it sil barre ast dy warst, dan silst syn jok fan dyn hals ôfskuorre.'

Sa seinge Izaäk syn âldste soan. Hy hie alles wol jaen wollen as it in bettere seine wurde mocht, mar hy koe en hy mocht net oars...

Mei greate stappen gyng Ezau fuort. Hy gûlde net mear en dy seine dy't er krige hie koe him nou neat mear skele. Mar yn syn hert broeide de haet tsjin Jakob, dy't him oermânsk west hie. Wacht mar, tocht er, ik sil Jakob deadzje! Ik wol it net dwaen, salang't heit noch libbet, mar as de âldman de holle delleit, dan sil ik wraek nimme. Hy praette der net oer tsjin Jakob sels; stil en stúmsk gyng er syn wegen, mar it wie him noait út 'e gedachten. Op in kear koe er it net mear forkropje en praette er mei oaren oer syn plannen. Dy fortelden it ek wer oan oaren en sa kaem Rebekka it to witten. It die har neat gjin nij fan har âldste soan: hja wist wol dat er wyld en opljeppen wie en dat er neat skromme. Mar it mocht net! As Ezau Jakob deamakke dan wie se mei ien slach har beide bern kwyt!

Hja fielde dat hja wer foar Jakob yn 'e bres moast. It bêste wie dat er fuort gyng, in goed ein fan hûs en dat er dêr bleau oan't Ezau syn woede bisakke wie. Ezau wie skriklik driftich, mar hy soe net jierren wrokje, sa goed koe se him wol. En as Jakob dan nei Paddan-Aram, nei har broer Laban gyng, dan koe er dêr mei iens in frou

sykje. It waerd heech tiid dat er troude. It soe har wol swier falle, Jakob fuort, mar it gyng op it lêst om syn libben. Hwat lette it dan dat hja achterbleau mei in bline man en in soan dy't har net bigriep?

Sels praette se der oer mei Izaäk. Dat fan Ezau neamde se net, it wie better dat de âldman dat mar net wist. Hja sei allinne mar dat Jakob âlder waerd en dat it tiid wie dat er om in frou seach. ‘Lit him nei Laban gean’, sei se; ‘it is in fiere reis, mar as er thúsbliuwt dan nimt er de iene of oare kear in heidenske frou, krekt as Ezau, en as dat sa kaem, dan koe it libben my alhiel neat mear skele.’

Izaäk knikte en liet de saek yn him omgean. It wie wier, hwat Rebekka sei en faeks wie it ek mar better dat er Jakob in skoft net seach; it koe dochs fuort net wer goed wurde tusken har. Mar Jakob mocht dochs net sa mar op reis gean; hy

soe wol lang weibliuwe en mûglik wie hy, Izaäk, der dan wol net mear. Jakob hie in great kwea dien, dat wie sa, mar hysels hie der ek skuld mei oan. It hie dochs net goed west dat er Ezau de seine ta-sein hie. Hy hie Ezau leafst, mar as God Syn forboun mei Jakob oprjochtsje woe, dan moast hy him skikke. En foar Rebekka waerd it in swier stik dat Jakob fuort moast.

Hy bûgde de holle. ‘Stjûr Jakob by my’, sei er, ‘ik sil sels mei him prate.’

Dream to Bethel

NOCH GJIN WIKE LETTER WIE Jakob al fier fan hûs, op reis nei Paddan-Aram, it lân fan syn memme folk. Op in joun, net fier fan 'e stêd Loez, koe er gjin ûnderdak krije en moast er bûten sliepe. Hy foun it neat slim en socht hwat stiennen byelkoar; op dat hurde kessen lei er de holle del. Al hoe wurch as er wie nei dy lange marsen, koe er dochs fuort net sliepe. Net dat er bang wie: hy wist dat God him biskermje soe yn 'e donkere nacht op it iepen fjild, mar hy moast al mar tinke oan hwat bard wie thús.

Hy seach himsels wer stean yn 'e tint fan syn bline heit, de mantel fan Ezau om, de geitefellen om polzen en hals, it brette fleis op 'e platte panne. Hy hearde de âldman wer freegjen: ‘Bistû wier myn soan Ezau?’ en hy hearde himsels wer sizzen: ‘Ja wis al, heit.’ Nou noch, nei al dy dagen, kaem it bloed him yn 'e wangen, as er der om tocht, mar hy wist dat it forjown wie en dat sels syn heit net lilk mear wie.

Hy wie wol kjel wurden doe't de âldman him roppe liet en mei in swier moed wie er gien. Soe heit him strang tasprekke en him syn bidroch forwite? Hy hie it fortsjinne, mar ynpleats hie er him oplein om nei Laban ta en om in frou to sykjen. En doe't er stie to wachtsjen op hwat der mear komme moast: hurde, bittere wurden, doe hie heit de hannen wer op syn holle lein en wer wie de geast oer him kommen en op 'e nij hie er him seinge. As it der op oankaem wie dizze twadde seine noch hearliker as de earste: der kaem minder yn foar fan de ierde, minder fan weet en druvesop, mar mear fan God en syn forboun. It measte wist er der nou noch wol fan: hy soe ta in mannichte fan folk wurde en God soe him de seine fan Abraham jaen, en ek syn bern soe Er seingje en erflik soene se bisitte it lân dat God biloofd hie. In seine wie it om nea wer to forjitten. Mar fansels, it aldermoaiste wie, dat er dizze seine net stellen hie, mar dat syn heit him seinge hie út eigen frije wil. De âldman hie nou fêst ynsjoen dat Jakob dochs de seine takaem en dat er him Ezau net jaen mocht. Al wie syn eigen kwea dan tûzen kear slimmer, syn heit hie dochs ek skuld mei. En syn mem... Mar oan mem woe er leaver net tinke, dan krige er langst nei hûs en dat mocht net! Hy moast nou fierder, de takomst yn; mar mei God. Dêrom wie er ek net bang yn 'e nacht! Om him hinne wie de himel mei tûzen stjerren en dêrboppe wie God, de God fan syn heit Izaäk en de God fan Abraham. It muoide him ek net dat er sà op reis gien wie sûnder kamielen, sûnder ezels, sûnder slaven. En nou koe Ezau dan mar sjen dat it him net om har heite have to rêdden west hie. Allinne in stêf hie er by him, in houten stok en yn in flesse hwat suvere oalje. It wie net folle foar ien dy't op God bitroude en dy't sok in seine hie... Dy nachts krige er in frjemde dream. Hy stie bûten ûnder de hege stjerreloft en boppe him skoude de himel iepen. Dêr stie God en nêst him, yn it dampe gêrs, stie in ljedder, sa heech dat it boppeste oan 'e himel, oan God ta kaem. En ingelen seach er, dy kleauwen op en del by dy ljochte ljedder lâns. Mar doe waerd alles noch folle moaijer: doe bigoun de Heare him oan to sprekken; net mei wurden fan straf en oardiel, lyk as er fortsjinne hie, mar in

hearlike seine waerd it. Dat waerd dan de tredde, mar dizze kaem fan God sels. En earbiedich harke er nei Gods eigen wurden: ‘Ik bin de Heare, de God fan dyn heit Abraham en de God fan Izaäk. It lân dêrstû op leist to sliepen, sil Ik dy jaen en dyn bern. En dyn sied sil wêze as it stof fan 'e ierde, en dû silst dy útwreidzje nei it Westen en nei it Easten, en nei it Noarden en nei it Suden; en yn dy en yn dyn sied sille alle slachten fan 'e ierde seinge wurde. En sjoch, Ik bin mei dy, en Ik sil dy

hoedzje oeral dêrstû hinnegiest, en Ik sil dy werombringe yn dit lân; hwant Ik sil dy net forlitte, oan't Ik dien hawwe sil hwat Ik ta dy sprutsen haw.'

Doe hâldde de Heare op fan sprekken en Jakob wie tige bliid, blider as er ea yn syn libben west hie. Nou hie de Heare him sels seinge en nou wist er dat alles neikomme soe.

Mar doe't er de oare moams wekker waerd, fleach it him oan en waerd er bang. Ûnder it ljocht fan 'e iere sinne like alles wer gewoan: de bergen yn 'e fierte, de stêd, it brúne fjild; mar it wie net gewoan: dit plak wie hillich nou't de Heare hjir west en mei him praet hie. Hoe freeslik is dit plak tocht er; dit is oars noch oars as in hûs-fan-God en de poarte fan 'e himel. Hy doarst sa ek net fuort gean: dit plak moast er altyd ûnthâlde en hjir moast er offerje; it moast ek in namme ha, in nije namme en hy neamde it Beth-El, dat is Hûs-fan-God. Nou spiet it him hast dat er neat by him hie, gjin bist om to offerjen, gjin farske breaën; oars neat hie er to missen as dat bytsje oalje. Dat soe er dan mar offerje. It wie wol net folle, mar hy soe der noch genôch ûngeriif fan ha op 'e lange reis, as it fel him splytrich waerd fan 'e sinne en it fûle switten.

Dat hy sette in stien rjochtop en dêr geat er it oalje-offer oer út. En tagelyk, de hân nei de himel, biloofde er in bilofte. 'As God mei my wêze sil en my op dizze wei dy't ik gean bihoedzje sil, en my brea to iten jaen sil en klean om se oan to tsjen, en ik yn frede yn ús heite hûs weromkom, dan sil de Heare my ta in God wêze en dizze stien, dy't ik steld haw ta in wijstien, sil in Godshûs wêze, en alles hwat Jo my jaen sille, dêr sil ik Jo wis de tsienden fan jaen.'

En yn 'e hege himel hearde God hwat syn feint Jakob sei en Hy wist dat er it miende. Hy wist ek dat Jakob net altyd sa from en goed wie, dat er syn bline heit bidragen hie en Ezau de seine ûntstellen. Hy wist dat Jakob ek fierder, lyk as alle oare minsken, gâns forkearde dingen dwaen soe, mar lykwols naem Er him yn genede oan en woe Er in forboun mei him oangean.

En doe moast Jakob wer fierder, in lange, swiere reis. Nou wie der gjin tiid mear ta moaije dreamen, nou soe er gjin ingelen mear sjen en gjin iepen himel, mar ien ding wist er fêst: God gyng mei him nei dat frjemde lân. Moedich gaspe er de gurle stiver en moedich sette er de stap nei Haran, de stêd fan syn omke Laban. Der gyngen dagen en wiken foarby ear't er de wite huzen blinken seach boppe de âlde skiere muorren.

Dochters fan Laban

IN EIN FAN 'E STÊD, YN IT IEPEN fjild, wie in saed dy't altyd wetter joech en dêr't de hoeders fan Haran op 'e neidei de keppels boarnden. Dy middeis doe't Jakob der oan kaem - de sinne stie noch heech oan 'e loft - leine der trije keppels to wachtsjen by de lege bakken. De hoeders sieten der by en praetten en laken wakker, mar net ien tocht der oer om wetter op to skeppen. Hja wachten altyd opinoar en as der net ien mear hoegde to kommen, rôllen se meiïnoar de stien fan 'e moun fan 'e saed.

Binijd seach Jakob de mannen oan. Dêr't hy wei kaem wie it gjin wenst om sa de skoandere tiid to forsitten! Mar nou't se der dochs wiene koe er har moai freegje hwêr't syn omke wenne en hoe't it mei him gyng. 'Laban?' seine se ûnforskillich, 'ja, dy wennet hjir noch en it is goed mei him, mar syn dochter, Rachel, komt der

oan mei de skiep en dy kin jo wol mear fortelle.’ Jakob seach har oankommen, in jong en feardich frommis, en it hert sloech him suver. Nei al dy iensume wiken, sûnder selskip en sûnder oanspraek, soe er nou aenstouns ien fan 'e famylje treffe. Hoe soe se wêze, dy nicht fan sines en soe der plak foar him wêze yn har heite hûs? Mar dan plak, net foar in wike of in moanne, mar foar jierren faeks, krekt salang oan't Ezau syn woede bidarre wie en syn mem birjocht stjûrde dat er komme koe. Syn mem! Hûndert jier lyn wie syn mem ek sa'n jong fanke, doe't de feint fan Abraham har trof by de saed. En nou siet se thús en tocht miskien oan him en nou kaem Rachel op him ta...

Doe't hja by him wie seach er dat hja tige tsjep wie. Har donkere eagen seagen him

frijmoedich oan. Dus, dit wie syn nicht, de dochter fan syn memme broer. It roun him waerm oer it hert, it wie suver as hie er har lang al kennen. Hy moast hwat dwaen, hy woe har helpe, har keppel boarne, dan wist se meiïens dat er net bang foar in hantaest wurk wie.

Fluch smiet er de wide mantel út en stoep nei de saed. De hoeders riisden oerein. Hwat woe dy frjemde snuiter nou? It wie noch gjin tiid en as er toarst hie koe er dochs wol fatsoenlik freegje? En dy stien koe er allinne dochs neat mei wurde, dêr hiene twa stevige keardels wol oan. Hja woene al roppe: Bliuw der ôf! mar doe seagen se hoe't er de stien beetpakte, hoe't er him to-skoar sette en de swiere stien fan it plak skuorde. Miskien wie it dochs mar better dat hja him yn syn wêze lieten: hy moast wol tige sterk wêze en missein hie er har neat.

En Jakob wie al oan it wetterskeppen en boarnde Rachels bisten. Hy telde it net dat de sinne baernde en dat it swit him by alles del roun, hy hie mar ien gedachte: Rachel, dy koe nou mar ris sjen hwat er foar har oer hie. Doe't er dien hie sloech er de mantel om en roun op har ta. Foar't hja wist hwat er sa gau woe, hie er har de hannen om 'e hals, patte har en barstte út fan gûlen.

Rachel waerd der hast kjel fan. Hwat hie se dochs dien dat dy frjemdling har earst sa holpen hie en nou om har gûle moast? Mar doe't er fortelde dat er alhiel út Kanaän kaem, allinne en to gean, en dat er noch út 'e famylje wie, doe bigriep se it better. Hastich roun se nei hûs en fortelde har heit fan dy frjemde moeting. Laban wie bliid mei de ûnforwachte tiding. Nou soe er dan wer nijs fan syn suster hearre en fan hwat hja bilibbe hie yn it fiere lân.

En wylst er mei sawn hasten it fjild yn sette, nei de saed ta, tocht er oan dy oare kear doe't er ek sa hurd roun hie om de slaef fan Abraham op to heljen. Dy wie mei feinten en kamielen kommen en dy hie Rebekka mei goud bihongen. Jakob hie neat by him, mar dat lette neat: hy wie der likegoed in soan om fan de rike Izaäk. Mei de earmen útspraet roun er op Jakob ta en foel him om 'e hals. Hy moast daliks meikomme, it hûs stie foar him iepen en hy mocht bliuwe sa lang as er woe! Jakob seach der suver hwat frjemd fan op: dat hie er net tinke kinnen, dat se him sa ynhelje soene. Syn omke Laban, tocht er, moast wol in tige bêste man wêze...

Noch gjin moanne hie Jakob yn Haran west, doe wist er al dat er oars gjin frou ha woe as Rachel. Fuort de earste wyks al hie er it wurk fan har oemommen en gie er sels mei de keppels it lân út. Hy die it om't er nou ienkear gjin man wie fan stilsitten, mar foaral ek om Rachel. Nou hoegde se gjin mânljuswurk mear to dwaen en nou soe se net elke dei dy hoeders moetsje. Sels wie er al net sa jong mear en hy moast der net oan tinke dat ien fan dy jonge hoeders nochris sin oan har krije soe.

Laban fornaem al gau dat Jakob tige mei Rachel op hie. Oan 'e iene kant stie him dat wol oan, hwant hy woe him wol graech by de keppel hâlde, oan 'e oare kant hie er leaver hawn dat Jakob Léa, de âldste dochter, naem. Hy wie dochs altyd bang dat er mei Léa sitten bliuwe soe: hja hie hwat oan 'e eagen en dat makke har net moaijer. En hy wie bang, dat as Jakob nou ek neat fan Léa witte woe en Rachel foar kar naem, dat dan tominsten gjin man mear nei har omsjen soe.

Fansels, hy soe him Rachel net wegerje: hy wist to goed hoe'n bêste hoeder Jakob wie. Der wie net ien dy't safolle fan lytsfé ôfwist, net ien dy't der safolle foar oer hie. Moarns ier-en-bitiid gie er op stap en jouns wie er de lêste dy't thúskaem. In moanne hie er nou foar neat wurke en sels Laban, dy't in oar net folle gunde, bigriep wol dat

dat sa net bliuwe koe. It waerd tiid da hja akkoarten, foar't Jakob earne oars hinne teach.

Mar it wie syn doel net om in heech lean to jaen! It like him it bêste ta dat Jakob sels mar sei hwat er fortsjinje moast; hy like in fatsoenlik man en soe fan syn eigen omke it measte net freegje! Mar doe't hja der op in kear oer praetten en Jakob in útstel die, foel it him noch hûndert parten ta. ‘Jow my Rachel, jins jongste dochter ta frou’, sei Jakob, ‘en ik sil jo sawn jier foar har tsjinje.’

Sawn jier! tocht Laban. It wie wenst dat in man dy't troude syn breid fan 'e famylje kocht en in soan fan Izaäk koe wol in fikse breidskat bitelje, mar yn sawn jier koe

Jakob mear foar him fortsjinje as der ea foar in jongfaem bitelle wie. Mar hy liet him net skine hoe bliid as er wie en hy praette as die er Jakob in greate gunst. ‘Och’, sei er, ‘ik kin har likegoed oan dy jaen, as oan frjemd en dan bliuwt se yn 'e famylje. Dus, dat is ôfpraet: sawn jier om Rachel’.

En al dy sawn lange jierren die Jakob syn best. Net om't er syn omke sa heech hie: dy koe er nou al better as earst, mar om't er in echte wurker wie en ek, fansels, om Rachel. It wie him in eare to arbeidzjen foar har en de dagen fleagen om. Altyd wie er by de bisten: yn 'e iere moarn en op 'e gleone middei en Maeitiids en hjerstmis, as de keppel lamme, wie er nachten lang yn 'e baen. It barde net faek, mar as der ris in laem weirekke of in wyld bist forskuorde in bokje, dan sei er it earlik en forgoede de skea. Elken-ien dy't Jakob koe en wist hoe't er syn bêst die, soe sein hawwe: ‘Lit dat mar sitte, it is dyn skuld net’, mar sa'n man wie Laban net. It wie in wûnder hoe't yn dy sawn jier syn keppels dijden; hy waerd in ryk man en hy seach wol yn dat dat allinne fan Jakob kaem. Hy murk ek wol, dat God him bysûnder seinge en nammersto minder woe er him wer misse.

Doe't de sawn jier hast om wiene bigoun er plannen to meitsjen om Jakob noch langer to hâlden. As er him nou ris biprate koe dat er ek noch sawn jier om Léa wurke! Der wiene safolle mânlju dy't mear as ien frou namen en dan wie Léa mei-iens ek goed to plak. Mar hy wist wol, dat Jakob dat dochs net woe; hy hie al syn sinnen op Rachel set en nea soe er by Rachel noch in oaren-ien nimme. As it oars-om wie; as er Léa earst hie, ja dan... Dagen lang pakte er dêr mei om, mar hy sei neat tsjin Jakob. As er it mar snoadernôch oanlei, dan moast it kinne.

Op in dei kaem Jakob by him en sei: ‘Jow my myn frou, hwant ik haw myn tiid foar har úttsjinne.’ Laban wie tige freonlik. Wis, hy soe alles ré meitsje ta de brulloft. In great feest soe it wurde: sawn jièr hie Jakob arbeide, sawn dágen soe de brulloft duorje. Der waerden skiep en geiten slachte en steapels breaën bakt en der wie wyn by de rûs. En Jakob, de blide breidgeman, iet en dronk út in fleurich hert en Laban sels skonk him oan ien wei yn.

It wie al let, dy earste joun fan 'e brulloft, doe't it miel birêdden wie en Jakob nei syn keamer gyng. Syn hert kloppe wylst er wachte op Rachel. Lûde stimmen klonken en doe brochten se him syn breid. Stil en bidest stie se dêr yn it wite breidskleed, ûnder de swarte sluijer. Laban, de heit, brocht har by Jakob en seinge har en dêrmei wiene se troud. Doe gyngen se allegearre de keamer út en lieten it breidspear allinne. Net earder as doe't de lampen út wiene, die de breid de donkere sluijer foar wei...

De oare moarns, doe't it ljocht fan 'e sinne yn 'e keamer foel, waerd Jakob wekker. Hwat wie der hast ek wer? O ja, hy wie troud en neist him sliepte Rachel, de frou fan syn hert. Doe seach er nei har. It wie as bleau syn hert stil stean: it wie Rachel net, mar Léa. Dreamde er dan noch? Wie er sa yn 'e sliep bitiisd?... En doe bigriep er alles. Hja hiene him bidragen en ûnder de swarte sluijer hiene se him Léa brocht. In wylde grime lôge yn him op. Hoe koene se him dit oandwaen? Mar hy wóe Léa net ha, hy hie earlik foar Rachel wurke en hy wie yn syn rjocht as er Léa wer werom brocht.

Hastich makke er him klear en gyng nei Laban ta. Dy hie it fansels optocht, dy syn skuld wie it, al hie Léa der ek oan mei dien. Lèa. Nou't er der goed oer neitocht

wie er net lilk mear op hàr. Hja soe noait in man krigen ha en hja woe sa freeslik graech trouwe en bern ha. It wie net goed fan har, mar fan har koe er it bigripe. Mar Laban! En dat wie nou syn skoanheit wurden, dêr moast er nou ‘heit’ tsjin sizze, tsjin sa'n gemiene bidrager! Noait koe it wer goed wurde tusken har, noait soe er de skande forjitte dy't dy Arameër him oandien hie.

Rjocht stie er foar him, heech en driigjend en alles dat er op it hert hie sei er him lyk yn syn gesicht. Mar Laban waerd net lilk. Hy die krekt as wie it hiel gewoan hwat er dien hie. ‘Mar dat koe dochs net oars’, sei er, ‘dû hast nou sa lang al yn Haran wenne, dû witst ommers wol dat men hjir de âldste dochter earst jowt en net de jongse. Men koe dochs sa mar net tsjin wet en sede yngean. En it wie ommers neat net

slim: as de brulloft mei Léa oer wie, koe er Rachel ek noch krije. Dêr moast er dan fansels noch sawn jier foar wurkje, dat wie billik, nou? Mar hy koe fuort wol mei har trouwe, dat wurk kaem wol yn oarder, dat woe hy, Laban, wol skikke...

Jakob bigriep alles nou. Allinne om him noch sawn jier to binen hie syn skoanheit dizze gemiene streek úthelle. It gyng net earst om Léa, it wie net om't it him om syn dochter bigreate, it wie allinne om it wurk, om de keppels, om rykdom en bisit! Hy wist net hoe't er soe. Allinne ien ding stie by him fêst: hy soe Léa net forstjitte, hy koe har net foar de hiele stêd to skande meitsje, hja wie syn frou en dat soe se bliuwe. Mar hoe moast it nou fierder? Soe er tsjin Laban sizze: Nou hoech ik Rachel net mear en fuorttsjen mei Léa en bisykje fan har to hâlden lyk as hja hìm leaf hie? Dat wie it bêste: ien frou! Mar dat koè er net, hy kóe net sûnder Rachel, hy woe net syn hiele libben sûnder har. Ien frou... Ja, as dy iene Rachel wie! Doe sei er, biret: ‘Jow my daliks nei de brulloft Rachel en ik sil noch sawn jier foar har arbeidzje.’ Noch sawn lange jierren! Mar it wie him to min om to tingjen. Nea soe Laban sizze dat er foar Rachel minder bitelle hie as foar har suster...

Mei swiere, dronkene stappen roun er nei bûten. O God, tocht er, Jo dy't my seinge hawwe to Bethel, koene Jo my net biwarre hawwe foar de oanslaggen fan dizze falske Arameër? En tagelyk bleau er stean en bûgde, biskamme, de holle. Heare, tocht er, mar ik haw it ommers fortsjinne, ik haw myn bline heit bidragen, ik bin neat better as Laban. It wie as seach er himsels wer stean yn 'e tint fan Izaäk, as seach er dy smelle fingers wer oer syn rûge polzen gean, as hearde er syn heit wer freegjen: ‘Bistû dan wier myn soan Ezau?’ Noch noait hie er sa goed field hwat er syn heit oan dien hie, as dizze moarn... Doe gyng er werom, nei Léa, dy't him sa'n great leed oandien hie en dy't nou foar altyd syn frou wie. Mar ûnder it gean, hy koè it net helpe, tocht er oan ien wei: ik woe dat de brulloft mar foarby wie!

Stadich gyngen de jierren foarby, de sawn jier dy't er arbeidzje moast foar syn frou Rachel. Like trou die er syn bêst as dy earste kear, mar soms foel it him tige swier. Hwant wol wie der folle moais yn syn libben, mar der wie ek folle fortriet en folle bitterens. Hy wist wol, nou't er ien kear twa froulju hie, dat it syn plicht wie om fan har beide to hâlden, mar fakentiids koe er dat net en bytiden die er der ek syn bêst net foar. En altyd, alle dagen wer, wie der yn syn tint de stille striid tusken de beide susters en altyd wer siet hy der tusken. En om't er fan de iene hâlde en fan de oare net, koe er se net beide rjocht dwaen en Léa murk it wol dat hja der oer wie.

En krekt om't Jakob Léa ûnrjocht die, hie de Heare meilijen mei har en joech har bern. Gau opinoar krige se trije jonges. Hja krigen de nammen: Ruben, Simeon, Levi en elke kear hie Léa de forhoping dat Jakob nou fan har hâlde soe. Doe't letter de fjirde soan berne waerd, neamde se dy Juda, hwant sei se: ‘Nou sil ik de Heare loovje.’ It like wol of't hja earst by de fjirde soan oan 'e Heare tocht en God hie har dochs sa genedich west. Mei bidroch hie se har man krigen en nou hie se al fjouwer soannen en Rachel noch gjin ien. It wie wol in swier krús dat Rachel drage moast. Har man woe alles wol foar har dwaen, alles hie er foar har oer, en nou krigen se mar noait in bern. It is altyd spitich as troude minsken to-gearre bliuwe en gjin bern krije, mar yn dy tiid en yn dat lân wie it noch folle slimmer. Nou hawwe de minsken meilijen mei in frou dy't gjin bern hat, doe tochten se dat it har eigen skuld wie en dat God lilk op har wie. Rachel, seine se tsjin elkoar, dat moat wol in sûndige frou wêze, oars joech

God har wol bern; it liket wol dat der in flok op har leit. Jakob mei wol oppasse mei sa'n frou yn syn tint, oars kin de flok ek wolris op him oergean.

Tsjin Rachel sels doarsten se fansels soks net sizze, mar dy fornaem it dêrom wol hoe't se har birabben. Earst hope se noch altyd dat it noch wol goed komme koe, mar doe't de jierren foarby gyngen waerd se der lilk en opstânnich ûnder. Destiids hie Sara fiif en tweintich jier wachte op in soan en Rebekka tweintich, mar sa lang wie har geduld net. Op in kear wie se wer sa oergunstich op Léa dat se tsjin Jakob sei: ‘Jow my bern en oars gean ik dea!’ En doe't Jakob har bistrafte en sei dat hy der ek neat oan dwaen koe, dat de Heare bern jowt oan hwa't Hy wol, doe sei se:

‘Trou dan mei Bilha, myn slavin en dan sille dy har bern mines wêze.’

Sa barde it dat Jakob, de man dy't mar ien frou leaf hie, by syn beide froulju noch in tredden-ien naem. Twa bern krigen Jakob en Bilha en greatsk neamde Rachel se: Dan en Naftali. Nou wie se net langer in frou sûnder bern, mar djip yn har hert bleau de langst nei in soan dy't echt fan harsels wêze soe.

Jakob tocht dat nou dan einlings de frede wer komme soe yn syn hûs. Nou hiene se beide bern, nou soene se net mear rûzje meitsje, tocht er. It foel him bitter ôf. Ek Léa kaem by him en sei: ‘Ik wol net minder wêze as Rachel: trou nou ek mei myn slavin!’ Jakob foun it net moai fan Léa, mar hy doarst der ek net tsjin ynlizze en sa krige er de fjirde frou: Zilpa. Ek dy krige mei forrin fan tiid twa soannen; Léa neamde se: Gad en Aser. Noch wer letter waerden har sels ek noch twa soannen berne: Issaskar en Sébulon.

It wie yn it sawnde en lêste jier dat ek Rachel in jonkje krige. Hwat wie se bliid. De triennen fan blydskip blonken yn har eagen, doe't se har earste yn 'e earmen naem. Nou wie de tiid fan har skande oer, en weinommen wie dy swiere flok! Mar ek op dizze blide dei tocht Rachel net earst om God. Har suster Léa hie in hiele rige soannen en hja noch mar ien. It wie al moai dat hja nou sels in soan hie, mar mei ien wie se net to-freden. ‘Ik neam him Jozef’, sei se, ‘hwant God moat my der noch ien by jaen.’ Dat hat de Heare ek dien, jierren letter, en doe hat Rachel jitris tocht oan dit twingend wurd...

Fuort nei de berte fan Jozef wiene de twadde sawn jier om. By alles dat der bard wie en by alles dat Laban him oandien hie, fielde er himsels ryk. Dy alve soannen wiene him in dúdlik teken dat God him net forgeat yn it frjemde lân. As it sân oan 'e kant fan 'e sé, sa machtich soe letter dat folk wurde, dat út him fuortkomme soe; dit wie in goed bigjin, alve jonges dy't boarten by syn tint. Né, as er dêr nei seach dan foel alle fortriet by him wei, alle ûnwennigens, de langst sels nei syn mem. Mar it waerd tiid dat er nou ris om him sels tocht en dat er fortsjinne foar syn húshâlding.

Bisten fan Laban

LANG WIE IT AL WER LYN DAT Jakob doe to Bethel by de wijstien stie en démoedich frege om ‘brea to iten en klean om oan to tsjen.’ Nou stie er foar syn skoanheit en frege lean; mar dizze kear wie er net to-freden mei klean en brea. Lang hie er arbeide om Laban syn beide dochters, nou soe de striid oangean om Laban syn bisten, mar dat soe gjin fjirtjin jier mear duorje! Ryk soe er wurde, Jakob, fan Laban syn keppel en dat soe de wraek wêze oer alle leed dat dy him oandien hie. ‘Ik haw myn tiid úttsjinne,’ sei er, ‘jow my nou myn froulju en myn bern, dat ik nei myn plak en myn lân gean mei.’ It wie net iens syn doel om nou al op reis, mar it koe gjin kwea dat Laban ris hearde, dat er ek noch in oar plak hie as hjir yn Haran. It kaem ek krekt sa't er tocht hie: Laban woe him net misse en frege freonlik oft er noch langer by him bliuwe woe en de keppel weidzje. ‘Ik haw fornommen, dat God my seinge hat om dy. Dat dû seist mar hwat ik dy jaen moat en ik sil it dy nou daliks jaen.’

Sa'n man wie Laban nou, tocht Jakob. It bigreate him om in goed lean to jaen en dêrom moast hy it sels mar sizze. Op hope fansels dat er net folle freegje doarst! En

as er Jakob dan hierd hie, dan hie er de seine fan God der op ta! It soe him net ôffalle, hjoed; Jakob soe wier net to folle freegje. Nou daliks net, to-minsten.

'Jo hoege my neat to jaen', sei er rêstich. 'Ik hoech net earder lean as fan't Maitiid as de keppel lammet. Lit dan de swarte lammen en alle bûnte geiten fan my wêze en alle oare jongfé foar jo. Mar earst sil ik moarn de keppels trochgean en skiftsje der alle swarte skiep en bûnte geiten út.' Laban wist net hwat er hearde. Mei greate eagen seach er Jakob oan. Wie dy nou sa ûnnoazel, of joech er neat om fortsjinjen? As de bûnte geiten en de swarte skiep der út gyngen, dan soene der wis net folle sokke lammen komme! It barde mar selden dat wite skiep swarte lammen krigen of dat der bûnte geitsjes kamen fan in donkere mem. Yn elk gefal koe er hjir wol ja op sizze! En foar alle wissichheit soe er dat skiftsjen sels wol dwaen: Jakob koe ris in bûnte bok of in swarte raem oer de kop sjen!

En sa barde it de oare deis. Laban sels socht de bûnte geiten en de swarte en bûnte skiep der út en sette dy lytse keppel apart, trije dei-marsen fier. Gjin noed dat de greate keppel, dêr't Jakob op paste, nou noch folle bûnt foar eagen hie.

De dagen en de wiken gyngen foarby, Laban twivele der net oan dat Jakob de Maeitiids net folle krije soe. Allinne ien ding wist er net: It barde, as de keppel dronk, dat Jakob bûnte stokken yn 'e drinkersbakken smiet, stokken dy't er yn ringen skyld hie: dan wer in stikje wyt hout en dan wer in eintsje donkere skyl. Hy leaude fêst dat der gâns bûnt fé fan komme soe, as de skiep en de geiten, de rammen en de bokken dat bûnte spul iderkear wer seagen.

Doe't it Maitiid waerd en de keppel lamme, waerden it hast allegearre swarte lammen en bûnte geiten. Jakob tocht net oars as it wie fan syn skylde stokken kommen, mar it wie in died fan God, dy't Laban straffe woe foar syn kwea en dy't Jakob seinge. Laban bisaude, doe't er al dat bûnte jongfé seach, mar it wie ôfpraet, dat hy koe der neat fan sizze. Grimitich gyng er syn wegen. Hie er faeks dy bisten bitsjoend, dy Jakob? Of wie it oars net as dom gelok en trof it allinne dizze kear sa? Hy wie tige bliid, doe't letter it hjerstfé lamme, dat alles wer gewoan wie. Hast alle lammen en geitsjes foelen him ta. Fansels hie er leaver fan it Maeijefé hawn, dat wie sterker, mar hy wist nou to-minsten dat dy Jakob net alles yn 'e macht hie. Dy winters hie er suver syn moed wol wer, al seach er wol ris mei oergunstige eagen nei Jakob syn fé. Dy koene de oare Maitiids sels wer lamje en dy bisten wiene fansels allegearre syn eigen.

Mar doe't it sa fier wie dat syn keppel lamme wie it wer mis. It wie allegearre bûnt fé by de geiten en it tilde op fan swarte lammen. Laban wie razend. ‘Sa kin it net wer’, graude er, ‘to-nei is allinne hwat spikkelbûnt is foar dy en al it oare is mines.’ Jakob foun it goed, mar it tredde jiers wie hast alles spikkelbûnt. It holp net dat Laban bearde en die; it holp net dat er iderkear it lean foroare: God stjûrde it sa dat Jakob hast alles krige fan it bêste Maeije-fé en Laban it measte fan it hjerstfé, dêr't gâns tjirmers by wiene en dêr't gauris ien fan dea gyng.

En al mar oan bilune de keppel fan Laban en al mar dijden Jakob syn keppels. Hy koe lang alles net oanhâlde en hy ruile kij oan en kamielen en slaven en slavinnen. Soms tocht er dat it ek net goed wie om alles oan to heljen, mar hy hie der rjocht op en hy gunde it Laban sa! Doe dy nachts mei Léa, doe hie Laban gjin meilijen hawn - nou soe hy Laban net sparje. Hy libbe der suver yn dat syn skoanheit achterút buorke; hy hie oars gjin doel mear en bytiden dreamde er nachts fan bûnte bokken...

Doe't der seis jier om wiene wie er in ryk en machtich man. Laban syn soannen haten him en Laban sels hie gjin goed wurd foar him oer. Hy hat him ryk stellen fan ús keppel, tochten se, it wurdt tiid dat wy him oanpakke en nim alles werom. Jakob waerd bang foar de gleone haet yn har eagen. De iene of oare kear moast der in útbarsting komme en hwat koe er dan bigjinne, hy allinne tsjin de hiele sibbe? Hy bigoun der oer to tinken om fuort to gean, mar hy doarst net. Krekt as er fuort woe soene se him oanfalle kinne. By al syn snoadens wist er net hwat er dwaen soe.

Yn dy tiid wie it dat God him oanspriek en him oplei nei hûs to gean, nei it lân Kanaän...

Der wiene dagen en wiken foarbygien en noch altyd wie Jakob net op reis. It wie net dat er net fuort woe, hy hie langst genôch nei syn lân en syn sibben, mar hy doarst net. Laban en syn soannen soene him fêst net gean litte en as er dochs trochsette,

soene se him mei gewelt weromhelje. Hy seach oars gjin kâns om fuort to kommen as yn it skieppeskearen, as Laban wiken lang fan hûs wie. Fansels soe syn skoanheit it gauwernôch to witten komme, mar it koe wêze dat er him dan mar gean liet. Yn elk gefal hoegde Jakob net frij to freegjen om nei hûs ta, dat joech dochs neat; hy doarst it net iens to neamen dêr't syn skoanheit by wie!

Léa en Rachel, dy founen it wol goed en dy woene wol mei nei Kanaän ta. Hja wiene doch al net sa bêst to sprekken oer har heit. ‘Binne wy gjin frjemden foar him?’ seine se bitter. ‘Hwant hy hat ús ommers as fé forkocht en al dat jild datstû foar him fortsjinne hast, dy earste fjirtjin jier, hat er ús noait hwat fan jown. It is fan

ús, al dat fé en dy slaven, dy't God him ôfnommen hat, dat lit ús mar gau fuortreizgje en dwaen hwat de Heare sein hat.' Moai wie it net, om sa mar fuort to gean, sûnder wurd noch groetenis, mar it koe hast net oars. It wie altyd noch better, dat hja har heit nea wer seagen, as dat it op in fjochtsjen gyng en der deaden foelen. En às hja kieze moasten tusken Laban en Jakob, tusken har heit of har man, dan wie har plak by Jakob.

Sa kaem dan de tiid fan it skieppeskearen en Laban sette ôf nei syn keppel ta, in reis fan trije dagen. Sadré't er fuort wie makke Jakob alles klear: de hoeders dreauwen de keppels byinoar; de slaven pakten it húsrie yn en laedden it op 'e ezels, Jakob sels holp de froulju en de lytse bern op 'e kamielen. Doe trieken se op, de hiele karavaen, de kant út nei de Eufraet. Sa gau as it koe gyngen se troch de rivier en doe gyng it wer fierder, sa hurd as it jongfé mar rinne koe. Fluch skeat it net op, hwant de bisten wiene gau wurch en hja moasten ek tiid ha to weidzjen. Jakob wist wol dat men in keppel net to foars driuwe moat, tominsten net as hja krekt lamme hat.

Sa swalken se fierder, fan plak nei plak. Fan tiid ta tiid seach Jakob om oft Laban der miskien ek oan kaem. Hy koe it nou lang al witte en as er har efterneikaem mei flugge kamielen... Ek de froulju wiene bang. As it nou ris op in fjochtsjen gyng en Jakob kaem to fallen, hoe moast it dan mei har? Léa moast der net oan tinke. Mei in skean each seach se nei har suster. Hoe kaem it dochs dat Rachel net bang wie, dat hja dêr sa koel en rjocht op 'e kamiel siet, de earm om 'e lytse Jozef hinne?

Né, Rachel wie net bang! Hoe lang de reis ek wêze mocht, en hoe nuodlik ek, it soe dochs goed ôfrinne, dat leaude se fêst. Hja hie út har heite hûs in pear tearafim meinommen, in soarte fan goademaskers dêr't fan sein waerd dat hja gelok oanbrochten. Rachel wie der wis fan dat dy goaden har biskermje koene en dat hja se stellen hie, dat hindere neat, dêr bleauwen se like krêftich om. Har man, dy mocht der neat fan witte; dy bitroude op 'e Heare en Dy soe ek wis wol machtich wêze, mar hja hâldde it dochs mei de tearafim dy't hja sjen en fiele koe. Hja leaude fêst, dat it dêr fan kaem, dat Laban wei-bleau.

Hwant al wiken wiene se op reis en noch wie der neat bard. Al moediger waerden se en doe't Jakob op in goede dei de tinten sette liet op 'e bergen fan Gilead, net ienris fier mear fan 'e Jordaen, hie er alle hoop dat it sa ôfgean soe. Laban kaem net mear! As er wollen hie, hie er har al lang hawn, mar hy skynde it der by sitte to litten. Noch in goede wike miskien, dan wie de lange reis oan 'e ein.

Krekt yn dyselde nacht wie Laban, mei syn soannen en syn freonen, flakby...

Hy hie it birjocht dat Jakob flechte wie, de tredde deis al krige, midden yn 'e drokte fan it skieppe-skearen. It wie net mûglik om der fuortdaliks út to brekken, mar Jakob wie noch net to plak! Dy reis nei Kanaän duorre wiken en wiken en op har flugge kamielen hellen se him yn in deimannich yn. Hwant ien ding stie by him fêst, Jakob sòe werom! As Laban der allinne mar om tòcht, waerd er wyt fan lilkens. It wie fêst noch net moaijernôch dat er him syn fé ûntnadere hie mei syn snoade streken - nou naem er ek noch syn beide dochters mei en dy alve harten fan bern! Nei Kanaän gyngen se, omtrint de wrâld út, en hy mocht se net ienris goêreis winskje en patsje. Wie oait in heit sa bihannele troch syn oantroude bern? Mar hy liet it der net by sitte, hy helle him werom.

It kaem net by him op, dat hysels de measte skuld hie. Dat bidroch, doe dy nachts fan 'e brulloft, doe't er Léa brocht ynpleats fan Rachel, dêr tocht er net ienris mear oan; dat er yn seis jier it lean fan Jakob tsienris foroare hie, dêr skamme er him net oer; dat er Jakob net iens in fatsoenlik lean gunde, dat wie allegearre neat. Laban wie in man dy't syn eigen kwea net telde, mar as der him hwat misdien waerd, dat rekkene er dûbeld. It wie ek net moai, sa't Jakob him der tusken nommen hie, mar it wie net heal sa slim as hwat hy Jakob oandien hie! Sa gau as it koe makken se it skearen dien. Doe rôp er syn soannen byelkoar en al syn freonen en kunde en sette it Suden yn. Hja jagen sa hurd as it om 'e kamielen koe en makken de nachten koart en de dagen lang. De sawnde deis, krekt foar't it tsjuster waerd, wiene se by de bergen fan

Gilead. De kampfjurren dy't Jakob achterlitten hie, smeulden noch en der wiene farske spoaren fan kij en ezels en lytsfé. ‘Noch ien nacht’, sei Laban, ‘dan hâlde wy rjochtdei.’

Doe leine se de skerpe swurden nêst har del en rôllen se har yn 'e lange mantels. De oare moarns soene se mei Jakob ôfrekkenje. En as er net goedskiks mei werom woe, dan wiene der noch oare middels! As er fjochtsje woe... Nammersto better! Dan wie al syn fé en have oarlochsbút!

Mar yn dyselde nacht spriek de Heare sels mei Laban. Mei dizze Jakob, dy't Er seinge hie to Bethel, hie Hy syn doel en hwat soene dan dizze Arameërs mei har oergunst en har wrok? Strang spriek de Heare Laban oan: ‘Nim dy to wacht, datstû Jakob net weromhellest, mei goedens net, noch mei gewelt!’

Laban waerd kjel fan dit ûnforwachte Godswurd. Dat God Jakob yn alles seinge hwat er die, dat wist er, mar hy hie net tocht dat de Heare him sa biskerme. It spiet him al, dat er Jakob net weromfiere mocht mar hy doarst it net tsjin God yn 'e kant to setten. Mei in somber gesicht iet er it droege moarnsbrea. Doe joech er syn soannen en syn maten bistel: de dolk mocht der net oan to pas komme en dy't Jakob hwat misdie, dy koe der mar op rekkenje, dat dy machtige God him straffe soe. It wie tige spitich, mar Jakob hie de slach woun! Der wie neat oan to dwaen; tsjin 'e goaden kin in minske dochs neat bigjinne. Mar dêrom soe er Jakob noch al in kear de wierheit sizze! Dêr koe er staet op meitsje, dy fromme bidrager, dy't de mûle fol hie fan 'e Heare en in oar syn goaden stiel.

Dyselde moarns noch hellen se Jakob yn. Doe't Laban him stean seach, by dy machtige keppels fé, kaem syn grime wer boppe. ‘Hwat hastû dien’, sei er bitter, ‘datstû my sa bidragen hast en myn beide dochters meifierd as wiene se oarlochsbút? Hwerom hast it net sein, dan soe ik myn dochters patte hawwe en al dy leave bern en ik soe dy fuortbrocht ha mei sang en klang, mei rinkelbom en siters!’ Jakob wist net hwat er hearde. Miende er nou sels hwat er sei? Hy woe hwat sizze, mar Laban hie noch mear op it hert. ‘Ik hie it rjocht fansels om dy kwea to dwaen en dat hie ek oangien as jimme heite God it my net forbean hie, fannacht. En dan, astû wier sa'n langst hast nei jim heit en nei dyn eigen lân, hwerom stelstû dan myn goaden?’

It bloed fleach Jakob nei de wangen. Hy wist sels wol dat er faek forkearde dingen dien hie, dat er ek Laban net altyd bihannele hie sa't it moast, mar dit liet er him net sizze! Hy wie gjin dief. En hwat soe hy, de soan fan Izaäk, dêr't God syn forboun mei hie, mei Laban syn bylden dwaen moatte? Rjuchtop stie er foar Laban. ‘Sykje alles nei, dat wy hawwe en hwa't jins tearafim hat, dy sil stjerre.’ Hy wist net, Jakob, dat er mei dy wurden it fonnis oer Rachel spriek...

Triljend fan lilkens stie er to wachtsjen doe't Laban fan 'e iene tinte nei de oare gyng. It lêst kaem er yn 'e tint fan Rachel. Doe't er nei binnen gyng, seach er har sitten, bleek en roungear op it seal fan in kamiel. Dat hja de tearafim dêr yn forburgen hie en dus boppe op har goaden siet, dat seach er net. Hy wie net op syn gemak yn in frouljustint en hastich taestte er it húsrie ôf. Rachel hie gjin each fan him ôf. Doe't er flak by har kaem sei se, op kleijende toan, ‘Ik soe heit wol helpe wolle to sykjen, mar ik bin net rjocht goed, dat sadwaende...’

‘Bliuw mar sitten’, sei Laban, ‘ik sykje sels wol.’ Mar fine koe er de goaden net. Doe't er letter wer by Jakob kaem, biskamme om't er neat foun hie, koe Jakob him net mear ynhâlde. Alle lang forkroppe wrok kaem wer nei boppen en alles smiet er

der út. ‘Hwer binne nou de goaden’, frege er, ‘dy't jo sa iverich socht ha? Liz se hjir dan del, flak foar ús. En as jo se net foun hawwe, hwer bliuwt dy biskuldiging dan dat ik se stellen haw? It is nou tweintich jier dat ik by jo wenne haw; de rammen fan jins keppels haw ik net fan iten, it forskuorde haw ik altyd forgoede; by dei fortarde de hjitte my en nachts wie ik soms forlegen fan 'e kjeld en as ús heite God my net seinge hie, dan soene jo my ek noch mei lege hannen fuortstjûrd ha!’ Laban koe der neat tsjin ynlizze; alles dat Jakob sei wie wier, mar skuld bikenne woe er net. Koppich sei er: ‘De dochters binne myn dochters, en de soannen binne myn soannen, en de keppel is myn keppel, ja, al hwatstû sjochtst is mines! Mar ik sil dy alles hâlde litte: ik kin dochs myn eigen dochters gjin kwea dwaen? En God hat my

forbean om dy werom to bringen. Dat lit ús leaver in forboun meitsje en God mei tsjûge wêze tusken my en dy!'

Jakob hie dêr fansels gjin biswier tsjin; hy wie al sa bliid dat syn skoanheit yn goedens woe! Hy sette in wijstien op en Laban syn mannen sochten ek stiennen en setten se op in bult. Doe naem Laban jitris it wurd: 'Twa nammen jow ik dizze stienbult: Gal-Ed sil er hjitte, dat is: Stien-bult-dy't-tsjûge-is, en Mizpa sil er neamd wurde: Plak-fan-taforsjoch, hwant de Heare sil taforsjoch hâlde oer my en oer dy, dat wy elkoar gjin kwea mear dogge. Tink der om datstû by myn dochters gjin oare froulju mear nimst; al bin ik der net by: God sjocht it wol!'

Dêrnei swarden hja beide en ûnthieten elkoar dat hja noait mei kweade bidoelingen dizze stienbult foarby-tsjen soene. Der waerd in offer slachte en mei-elkoar sieten se oan it offermiel. Der foelen gjin lilke wurden mear en de oare moarns, tige bitiid, naem Laban ôfskie. Hy patte syn beide dochters en alle bern en joech har in seine mei op reis. Jakob wie tige tankber dat it sa ôfroun wie en ek Laban wie bliid dat it nou foar altyd frede wie. Hy fielde ommers dochs wol, dat er it fan Jakob net winne koe. Dy't sok in machtich God ta biskermer hie, dy wie elke oanfal treast. Doe groeten se elkoar foar it lêst en setten de kamielen de stap der yn. Lang seach Jakob har nei; op it lêst gyng hy ek syn wegen, de kant op nei Kanaän, it lân fan syn âlde heit.

Israël

IT SOE IN BLIDE REIS WEST HAWWE, dit lêste ein nei Kanaän, as der net in nij gefaer drige hie: Ezau. Destiids, doe't syn broer him deadzje woe, wie Jakob flechte nei Haran en nou't er hast wer thús wie, safolle jierren letter, stie dy âlde frees wer op. En it wie nou noch minder as doe! Hwat moast er bigjinne as Ezau op him oanfoel, mei al dat fé en al dy lytse bern? Nou koe er net wer de stêf opnimme en tsjoch nei de frjemdte.

En nuvere forhalen gyngen der oer Ezau. Hy wenne yn 'e bergen fan Séir, yn it lân dat Edom neamd waerd en hy wie it haed fan in binde rôvers. It kaem wol út, tocht Jakob, hwat har heit doe sein hie: 'fier fan 'e fette ierde, fier fan 'e dauwe fan 'e himel, en fan dyn swurd silstú libje... As er nou mar wist hoe't it mei him gesteld wie! Soe er noch altyd lilk wêze? It koe hast net, nei tweintich jier, mar Jakob wie der dochs net gerêst op. Oan ien wei moast er der oan tinke en de blidens dat er hast wer thús wie en alle swalkjen oer, foel suver wei by dizze nije soarch.

Net dat er oars sa folle reden hie om bang to wêzen! Op in dei, doe't de lange karavaen stadich nei it Suden triek, seach er oan beide kanten in leger fan ingelen. Hy bigriep wol dat God him mei dat wûnder bimoedigje woe en dat it in biwiis wie, dat er net omkomme soe troch de hân fan syn broer. Tankber neamde er dat plak: Mahanaïm, 'Dûbel-Leger', mar likegoed koe er dy frjemde bangens net forjitte.

It like him it bêste ta dat er Ezau sels birjocht stûrde dat er op kommende wei wie; de iene of oare kear soe er it dochs hearre en hy mocht wol witte dat Jakob ryk wie en gjin forlet hie fan har heite erfenis. Dat hy stjûrde in pear fortroude boaden mei de opdracht om to sizzen dat hy der oan kaem en dat er yn Haran fé en slaven, froulju en bern woun hie. Hja moasten tige fatsoenlik wêze, dy boaden: 'Sa seit Jakob, jins tsjinstfeint...' moasten se sizze, dat Ezau fuort mar hearre koe, dat syn broer him noch earje woe as de âldste, ek al hie er it rjocht fan 'e earste berte forspile.

Hy wachte yn greate spanning, mar dochs hie er wol hope dat it hwat tafalle soe. Doe't dagen en dagen letter de boaden weromkamen, brochten se gjin bêst nijs: ‘Wy binne ta jins broer, ta Ezau, kommen en sjoch, hy tsjocht jo yn 'e mjitte mei fjouwerhûndert man.’ Jakob liet him net skine hoe slim it him ôffoel. As Ezau mei de hiele binde opsetten kaem, dan hie er fêst kwea yn it sin...

Fuotdaliks liet er de karavaen stilhâlde; it soe gjin sin hawwe en reizgje it gefaer yn 'e mjitte. Mar hy wie ek gjin man om lang stil to sitten en ôf to wachtsjen. Hy moast hwat dwaen en dêrom dielde er alles dat er hie yn twaën en rjochte er twa kampen yn. As Ezau it iene kamp oanfoel en plon-

dere, koene de oaren noch ûntkomme.

De nacht kaem, stil en fredich; allinne Súd fan it kamp hearde men de rivier de Jabbok dy't, troch in djippe delling, in paed tocht nei de Jordaen. Hy gyng net nei syn tint; sliepe koe er dochs net. Op 't lêst, fan klearebare binaudens, bigoun er to bidden. ‘Heare’, sei er, ‘Jo hawwe my sàfolle gunsten jown: ik bin mei in stok allinne oer de Jordaen tein en nou haw ik twa legers, suver. Ik fortsjinje jins gunsten net, mar nou hawwe Josels my hjitten om nei myn lân to gean en Jo hawwe sein dat ik in great folk wurde soe, dat rêd my nou Heare, út 'e hân fan myn broer Ezau. Hwant ik bin sa bang, dat er komme sil en slach de memmen mei de bern.’

It wie dochs wol goed om sa to bidden, it makke him rêstiger, en dizze iene joun fielde er him lyts; ny bigriep dat God him helpe moast, dat dizze kear gjin snoadens him rêdde koe. Mar de oare moarns, nei de koarte nacht, wie er ier-en-bitiid al wer yn aksje: hy woe Ezau in geskink to-mjitte stjûre: lytsfé, mar ek ezels en kij en kamielen; dan koe er mar sjen dat Jakob neat fan sines bigearde en nearne forlet fan hie. Faeks wie it noch it bêste en stjûr net alles tagelyk: fiif kear achterelkoar in geskink, dat holp wis mear as yn ien kear alles. En dy rûge maten fan Ezau dy soene it fé ek leaver presint krije as dat se der om fjochtsje moasten.

Jakob makke gjin heal wurk: hy socht twa hûndert geiten en tweintich bokken út, twa hûndert skiep en tweintich rammen, tritich kamielen mei har foallen, fjirtich kij en tsien bollen en ta bislút tweintich ezelinnen mei tsien foallen. Ien foar ien seach er de fiif keppels nei, de skeante del nei de Jabbok en oan 'e oare kant wer omheech, de bergen oer. Doe't de lêste ezel yn 'e fierte wei waerd, gyng er werom nei it kamp. Hy koe neat mear bitinke dat dien wurde moast.

Mar doe't er dy nachts op bêd lei en net yn 'e sliep komme koe, bitocht er dat de karavaen dochs oer de Jabbok moast, moarn. Mar dat wie ek de dei dat Ezau komme koe en it soe net bêst wêze as dy har oerfoel as hja dwaende wiene om troch de rivier. It wie better dat hja der de nachts noch trochgyngen. It soe net maklik wêze, mar as hja goed oppasten dan moast it kinne.

Biret riisde er oerein. It soe in frjemde drokke nacht wurde en sa'n trochtocht by donker wie net sûnder gefaer, mar alles wie better as op bêd to lizzen dat men net sliepe koe. Doe rôp er de feinten en makke er alles klear. Hoeden gyng it de skeante del en it koele wetter yn. Wiet en ûngedien klommen se oan 'e oare kant wer nei boppen, de flugge geiten, de kamielen op har hege poaten, de stadige skiep, de wisse ezels, de skrille kij. Doe't alles feilich boppe wie, droech er sels de lytse bern troch it wetter. Hy moast der net oan tinke dat nou moarn dy wylde binde oer har komme koe mei swurden en spearen...

Doe't alles to-plak wie en de tinten opset gyng er allinne werom nei de oare kant. Sliiepe koe er dochs net. Hy moast iderkear oan syn sûnden tinke en dat er it oardiel wol fortsjinne hie. Noch noait hie er him sa lyts field as dizze nacht; noch noait hie er sa bidden as dêr op it stille fjild, ûnder de hege stjerre-loft, mei de brûzjende Jabbok tusken him en it sliepend kamp.

Wylst er dêr stie to bidden kaem der in man op him ta. Hy woe hwat sizze, mar de frjemdling pakte him ûnforhoeds beet en bigoun to wrakseljen. Jakob sette him to skoar en bigoun ek; hy koe him wakker binaud tinke oer in gefaer dat drige, mar as it ien kear sa fier wie, dan wie er net bang. En al wie er dan by de hûndert, hy wie noch sterk en in jongkeardel treast.

Hy fornaem al gau dat dy frjemdling ek sterk wie; hy biet op 'e tosken en sette alles op alles. Ik moat it winne, tocht er, ik mei hjir net falle; hwat soe der dan fan myn froulju en bern to-rjochte komme? Stadich krong er syn tsjinstanner to-bek en nammersto mear spande er syn úterste krêften yn.

Doe ynienen, mei in flugge biweging, sloech de oare him op 'e heupe; in fûle, flymjende pine skeat troch syn skonk. En dêrmei wist er it: dit is gjin gewoan minske, dit is in ingel of, hwa wit, God sels. De skrik sloech him om it hert. Syn heit hie ingelen sjoen en Abraham, dy hie mei de Heare sels praet, mar nea hie God mei har fochten yn 'e nacht. Sa'n man bin ik, gyng it him troch de holle, dat de hege God delkomt om my to straffen foar myn kwea... Syn bline heit, de seine fan Ezau, de bisten fan Laban... Hy hie it

fortsjinne dat de Almachtige mei him boarte as de kat mei de mûs! Earst dy slach op 'e heupe en aenstouns de lêste, deadlike slach...

Doe sei de Frjemde, en Syn lûd wie net strang en yn it minst net lilk: ‘Lit my los, Jakob; de nacht is oer en de dage is al oan 'e loft.’ Jakob wist net hwat er hearde. Wie de Heare dan net kommen om him to deadzjen? Koe in sûndich minske fjochtsje mei God en lykwols yn it libben bliuwe? Wie der genede foar him, foar Jakob, de bidrager? Mar dan moat ik bidde, tocht er; dan is it nou de tiid, nou't de Heare deunby is.

En op 'e nij sloech er syn sterke earmen om dy oare hinne. ‘Noait’, hime er, ‘noait lit ik Jo los, of Jo moatte my earst seingje.’ Iderkear wer sei er dat. ‘Seingje my.’ Hy skriemde en smeke. Mar hy liet net los. It wie oft er net allinne mei de mûle bea, mar ek mei syn earmen, mei de krêft fan syn sterke spieren, net mei de geast allinne mar mei al syn lea.

De Heare frege: ‘Hoe is dyn namme?’

Forheard sei er: ‘Ik hyt Jakob.’ En meiiens kaem it antwurd: ‘Dyn namme sil fuortoan net mear Jakob, bidrager, wêze; mar Israël, hwant dû hast wraksele mei God en hast oerwoun!’ En doe kaem noch wer de twivel by Jakob boppe. Wie it de Heare Sels wol? Makke er him ek to gau bliid? Hy frege: ‘Doch Jins namme nou ek to witten.’

De Heare andere: ‘Hwerom fregestû myn namme?’ It wie as woe Er sizze: Leaust it nou noch net iens? Mar der wie gjin grime yn Syn lûd en ynienen liet Er Jakob los en seinge him...

De sinne kaem op doe't Jakob wer nei it kamp ta gyng, kreupel en tige bliid. Hwat hindere it, dat elke stap him sear die? Nou't de Heare ta him sprutsen hie, mûle ta mûle, en him seinge hie, nou wist er fêst dat er net omkomme soe troch Ezau syn hân, mar dat er libje soe en ta in great folk wurde soe en alle oare folken ta seine. Hy wist nou ek, dat it oars moast mei him: dat er net langer de âlde Jakob wêze mocht, in Jakob dy't mei bidroch en slimmens omgyng, mar in Israël, in minske dy't biddend syn God oerwoun. As it goed wêze soe dan moast dizze nacht in kearpunt wurde yn syn libben en noait mocht er dizze wrakseling forjitte. En doe't er de hân lei op syn forrutsen heupe, wie er suver bliid dat er kreupel wie: it soe him helpe om to ûnthâlden.

Doe't er yn it kamp kaem seach er yn 'e fierte de binde fan Ezau kommen. Hja kamen hurd tichterby. De sinne blonk op 'e spearen; it sân gyng yn wolken omheech. Yn alle haest stelde Jakob de hiele karavaen op: it fé mei hoeders en slaven, de froulju en de bern. Doe't Ezau syn mannen gebea om stean to bliuwen en sels op it kamp ta kaem, roun Jakob him allinne yn 'e mjitte. Sawn kear foel er op 'e groun sawn kear riisde er wer oerein.

It moat in frjemd toaniel west hawwe, de moeting fan 'e beide bruorren. Der stie de binde fan Ezau, swier biwapene en in ein fierder de keppels fan Jakob. En tusken dy beide legers yn rounen Jakob en Ezau op elkoar ta. Dy't it seagen hâldden de siken yn. Soe it op rûzje útrinne; soene der bittere wurden falle; soe der bloed floeije miskien? En doe seagen se hoe't Ezau de earmen om Jakob hinnesloech en him patte; hja hearden hoe't se beide skriemden, lûd en hertstochtlik.

En dêrmei wie de spanning bruisen. Ezau stoep de bisten foarby en bigroete de froulju. Alle fjouwer bûgden se djip foar him en ek de lytse bern brochten him earbiwizen.

Hja sille wol gâns bipraet hawwe, dy lange dei! Alderearst frege Ezau nei dy fiif keppels fé en Jakob smeke him it geskink oan to nimmen. Dêrnei bea Ezau him oan om mei nei it Suderlân to reizgjen, of as dat net nedich wie, him in lytse troep mei to jaen ta biskerming op reis. Jakob naem it net oan: hy moast sa stadich reizgje mei syn fé, dat hastige soldaten it net úthâlde koene, sei er. Hy sil de rûge feinten fan Ezau ek wol net rjocht fortroud hawwe...

Noch dyselde deis teach Ezau werom nei de bergen fan Seïr. Jakob, dy't nou Israël wie, gyng ek syn wegen.

Reis nei Bethel

NEI SYN THÛSKOMST ÛT IT frjemde lân hie Jakob him foargoed nei wenjen set yn Kanaän; ticht by de stêd Sichem, op in stik groun dat er foar jild kocht hie, sette er syn tinten op en dêrwei swalken de hoeders alle kanten út mei it fé. Letter, doe't syn soannen greater waerden, gyngen dy der wol op út mei de keppel.

Yn it earstoan wie Jakob alle dagen bliid dat er nou wer thús wie, yn it lân dêr't letter it folk fan God wenje soe; mar stadichoan wende dat en gyng it nijs der hwat ôf. De drokten wienen der fan it wurk, de fjouwer froulju, de soargen om 'e bern en al dy dingen hiene him yn 'e macht. Hy libbe sa ticht net mear by God as yn it earst; hy bigoun àl minder to lykjen op de Israël, dy't by Pniël syn God oerwoun en àl mear op de âlde Jakob, dy't opgyng yn syn wurk. Sels de reis nei Bethel, dêr't er noch altyd it tank-offer bringe moast, dat er de Heare tasein hie, wie er noch noait oan ta kommen.

Miskien wie it der ek altyd wol by bleaun, as God it him net yn it sin brocht hie, krekt op in tiid doe't Jakob tige yn noed siet oer syn libben en syn soannen.

Elke dei, as er wekker waerd, forwachte er dat de Kanaäniten it kamp oerfalle soene en deadzje al hwat manlik wie; elke joun, as er de holle dellei, tocht er tankber: al wer in dei! En faeks wie it slimste net iens dat har libben faei wie, mar dat syn eigen bern him dat oandien hiene, dat spiet him it meast.

It wie bigoun mei syn dochter Dina, dy't allinne nei de stêd tein wie om yn 'e kunde to kommen mei de fammen fan Sichem. Hja hie ek kunde krige - mai oars as hja tocht hie. Sichem, de jonge soan fan Hémor, de foarst fan 'e stêd, seach har en krige sin oan har en mei gewelt twong er har om syn frou to wurden. In great kwea wie dat en in slimme sûnde en Jakob wie forslein doe't er der fan hearde. Hoe moast er Dina werom krije, en as er har àl wer thús hie, hwa soe dan noch trouwe wolle mei ien dy't fan in oare man west hie? Mar it kaem hiel oars as er tocht hie; Sichem kaem út himsels by Jakob om syn skuld to biliden en it kwea goed to meitsjen: hy woe har hâlde as syn frou en Jakob mocht sels sizze hwat breidskat der komme moast; hy woe alles wol bitelje, hwant hy hâldde fan har. En net allinne dat Dina sa in man krige, mar de soannen fan Jakob koene ek wol trouwe mei fammen út 'e stêd, dat hja ien greate famylje waerden, de bern fan Jakob en de lju fan Sichem.

Doe't hja dêr oer praetten wiene de soannen fan Jakob krekt thús kommen fan it fjild en hja moasten mei bislúte. It wie goed, seine se, mar op ien bitingst: dan moasten de mânlju fan Sichem har bisnije litte; hwant mei ûnbisnienen woene hja gjin gedoente ha. En dàt sels hie de jonge prins foar Dina oer. Hy en syn heit bipraetten de mânlju fan 'e stêd en op ien dei lieten se har allegearre bisnije.

It wie de tredde deis, doe't hja siik en slop fan 'e koarts wiene, dat Simeon en Lévi, Jakobs twadde en tredde soan, mei in mannich slaven de stêd yngyngen en yn alle huzen de mânlju formoarden. Net ien sparren se: ek Sichem en syn heit foelen troch it moardzjende swurd. Doe kamen ek de oare soannen en plonderen de stêd: alle fé en húsrie en goud en sulver, mar ek alle froulju en bern namen se mei. Greatsk kamen se thús mei de rike bút, net oars as hiene se yn 'e striid in sterke fijân slein. Sels doe't har heit har forwiet en sei dat hja nou allegearre faei wiene en dat de Kanaäniten wis komme soene om wraek to nimmen, sels doe skammen se har net. ‘Dan hie er mar fan ús suster ôfbliuwe moatten’, seine se koppich.

Dagen lang siet Jakob yn noed en it wie krekt yn dy tiid dat God him oanspriek en sei, dat er nei Bethel gean moast en offerje dêr it tank-offer dat er biloofd hie, doe't er op reis wie nei Haran. Yn dizze greate need woe Jakob wol harkje nei God en daliks naem er it bislút om to gean. Mar hy wist ek dat dit sa mar net in gewoane reis wurde soe: hy gyng om to Bethel syn God to moetsjen, dyselde hege God dy't mei him wraksele hie by de Jabbok. Hwa't dat oandoarst om God sels yn 'e mjitte to gean, dy mocht wol suver wêze fan hert en dy mocht wol alles fuortdwaen, dat net goed yn Syn eagen wie.

Dat hy lei al syn folk op dat hja de frjemde goaden by him bringe moasten en alle amuletten, dêr't hja fan mienden dat se lok oanbrochten. Der kaem noch al hwat:

de tearafim dy't Rachel har heit ûntstellen hie, mar ek oare bylden en gâns gouden earringen. Al dat ûnhillich spul bidobbe Jakob ûnder in beam by Sichem. Hy skamme him dat er net earder opromming hâlden hie.

De reis nei Bethel forroun sûnder ûngelokken; de Kanaäniten efterfolgen har net en mei in deimannioh wiene se to plak. It wie Jakob al frjemd to moede dat er hjir nou wer stie op itselde plak dêr't er doe dy wûndere dream hawn hie. Doe wie er allinne en nou wie er in man mei fé en slaven; doe gie er de wide wrâld yn om in frou to sykjen: nou hie er fjouwer froulju en alve soannen... God hie wol goed oer him west. In greate, djippe tankberens wie der yn syn hert, doe't er it alter boude en syn offers brocht. En jitris, plechtich en yn it bywêzen fan 'e oaren neamde er de namme fan dat plak Beth-El: Hûs-fan-God. Dy nachts, doe't er allinne wie, kaem God him nochris wer foar. Op 'e nij bifêstige de Heare alles dat Er biloofd hie: in great folk soe er wurde en dit lân soe Er dat folk jaen yn letter dagen, dat it hjir wenje mocht en great wurde en sterk. Doe't de Heare fan him opfearn wie, sette Jakob op dat plak in wijstien op. Dizze reis nei Bethel mocht net forgetten wurde.

En ek sûnder dy tinkstien soe er dizze tocht nei it Suden net wer forgetten hawwe! Hwant op dizze reis trof him in swiere slach, in forlies sa great dat it him altyd fierder by bliuwe soe. Út Bethel wei gyngen se noch fierder it Suden yn en tichte by Bethel setten se de tinten op. Dêr, oan 'e kant fan 'e karavaen-wei, krige Rachel har twadde soan. Lange jierren lyn, doe't hja yn Haran har earste berne, hie se suver twongen om in twadde soan. ‘God moat my der noch ien by jaen’, en sa hie se him doe ek neamd: Jozef. En nou hie se dan har twadde, mar nou koe se net bliid mei de lytse jonge wêze, hwant hja wie tige siik en hja wist dat se net wer better wurde soe. Doe't de goedfrou oer har hinne bûgde en sei: ‘Wês net bang, Rachel, ek dit is wer in soune soan’, seach se net iens mear nei him. Hwat joech har in bern, dat hja sels net great bringe koe, dy't letter ‘Mem’ tsjin Léa sizze soe? Hwat joech har in soune soan, as hja sels har thús hie yn it donkere deade-ryk? En út 'e bitterens fan har siele sei se: ‘Ben-Oni moat er hite!’ It wiene har lêste wurden. De froulju huveren. Moast er nou syn hiele libben dy freeslike namme drage? ‘Soan-fan-myn-ûngelok’, bitsjutte dat.

It is dochs syn namme net bleaun. It hearde oars yn dy tiid sa, dat de mem har bern de namme joech, mar dizze sombere namme woe Jakob net oernimme. Hy koe it bitter fortriet fan Rachel sa bêst bigripe, mar sa mocht it dochs net. Hy wie wòl bliid mei dizze twadde soan fan Rachel. En wylst de triennen om har dea noch yn syn eagen blonken, glimke er tankber nei syn tolfte soan. ‘Ben-jamin’, sei er sunich. ‘Sa sil syn namme wêze!’ Ben-jamin, dat wol sizze ‘soan-fan-myn-rjochterhân’, hwant rjochts wie doe-destiids de kant fan it gelok. Hy wist der sels neat fan, de lytse jonge, mar sa waerd er fan Ben-Oni in Ben-jamin, fan in ûngeloksbern foar syn mem, ta in geloksbern fan syn heit. Der hat in tiid west letter, doe't Jozef fuort wie, dat de âlde Jakob dizze Ben-jamin, dit bern fan Rachel, leaver hie as al syn oare bern...

Doe't hja de lytse jonge fuortbrochten en yn syn widze leine, bleau Jakob allinne achter by syn deade frou. Noch ien kear gyngen al dy jierren by him lâns dat er Rachel kend hie: dy breidsnacht, lang forlyn; har bitter fortriet omdat se gjin bern krige; har hertstochtlike blydskip mei Jozef; al har wurden, alle fortriet, alle freugden, dat lêste, bittere wurd, dat hja mei stjerrende lippen spriek: Ben-Oni. Lûd klonken syn jammerklachten troch de stille moarn. Hy gûlde oan't er gjin triennen mear hie; doe riisde er oerein en bigroef syn deade yn in hastich grêf oan 'e kant fan 'e wei. Op it farske grêf sette er in tinkstien op. It wie net om't er bang wie dat er Rachel forjitte

soe, mar it wie de lêste eare dy't er har noch dwaen koe. Hûnderten jierren letter stie noch altyd oan 'e wei nei Bethel dy tinkstien dy't Jakob opset hie...

Doe't de rou oer Rachel oer wie, teach Jakob fierder it Suden yn; tichte by Hebron, by syn heit sette er him nei wenjen. Noch mear as tsien jier hawwe se dêr meiïnoar wenne, doe stoar de âlde Izaäk, hûndert en tachtich jier âld en waerd bigroeven yn 'e rots fan Machpéla. Sels Ezau makke der de reis om út it berchlân fan Séir wei.

De dreamer

EK NEI SYN HEITE DEA BLEAU Jakob yn 'e delling fan Hebron. Dêr, tusken de wylde kalkrotsen, weiden syn soannen de keppels lytsfé. Soms swalken se einen fier fan hûs en fan tiid ta tiid, as der krapte wie fan ien of wetter, teagen se nei Sichem, dêr't hja in soarte fan fêst kamp hiene, op it stik lân dat Jakob destiids kocht hie. Hja wennen dêr rêstich en Jakob soe dêr lokkich west ha, as net alle dagen weroan it leed der wie om Rachel en, iderkear wer, de sûnden fan syn soannen en har hate tsjin Jozef.

It wie al bigoun doe't Rachel noch yn libben wie en hja by Sichem wennen. Soms like it as stie dy âlde striid tusken de susters Léa en Rachel wer op yn har bern. Jozef wie noch mar lyts, in jonge noch, doe mochten de oaren him al net lije; doe't er in jongfeint fan sawntjin jier wie en mei har op en út gyng, de fjilden yn, doe waerd it net heite better. Jozef murk al gau dat de broers der net folle omjoegen en dat hja noch wol oare dingen diene, as hja fan hûs wiene, as op 'e keppel passe. Gemiene dingen hellen se út en sokke tiden wiene se wreed en mijden gjin ien. Yn it earstoan praetten se der wol oer as hy der by wie en woene se der him ek yn bihelje, mar doe't er net meidwaen woe lieten se him gewurde. Hy bigriep ek net hoe't hja sokke dingen neame doarsten, lit stean dat er mei-dwaen soe en diele yn 'e bút. Soms, as it hiel slim wie, koe er it net swije en fortelde it oan har heit; as hja dan thús kamen en Jakob wist it al en sei der hwat fan, dan wiene se forgrime. De haet fûnke út har donkere eagen. Soe men him net forgrieme, dy soan-fan-Rachel mei syn eigenwiis gesicht, dy't sels neat doarst en dy't har swart makke om by har heit yn 'e gunst to kommen? En as de âldman har bistrafte - net dat hja der hwat omjoegen: in minske is mar ienkear jong! - dan stie hy der by en harke mei sawn pear earen.

It wie wier, soms koè Jozef net folle fan 'e healbroers op en hy seach wol ris hwat heech by him sels op, mar it wie ek wier dat er God oprjocht leaf hie en dat er better wie as de bruorren. De sûnden, dy't hja sa mar diene en dêr't hja great op gyngen, hie er in ôfgriis fan. Syn heit, dy bigriep him better en dy wie bliid dat alteast ien fan syn bern de Heare leaf hie en yn Syn wegen gie. Fan 'e alve ien - it wie to-minsten net to-folle!

Mar it wie dochs net allinne om syn frommens, dat er Jozef leaver hie as al syn oare bern; it wie der miskien net iens it meast om! Né, mar Jozef wie de soan fan Rachel, har iennichste, en Rachel hie er fan alle fjouwer froulju it leafst. Hy koe it net forjitte, as er Jozef seach, dat er fan Rachel wie en as it der op oan kaem hâldde er it altyd mei him. Fan lyts bern ôf oan al hie er him foartrutsen, dat sels hie er der skuld mei oan dat de bruorren him net lije mochten. Nei alles dat er bilibbe hie mei Rachel, nei alles dat er om har útstien hie, wie it gjin wûnder dat er tige oan har soan hong; mar it wie net goed dat er it him sa skine liet. Bytiden hie it der fan dat er mar om ien fan syn bern hwat joech, en dat om ien alles draeide: Jozef.

Op in kear hie er in prachtige moaije mantel, wiid en mei lange mouwen en bûnt fan kleur, lyk as de minsken fan dat lân moai founen. It wie suver hwat bysûnders; gjin mantel om yn it wurk oan, dat de broers wiene binijd hwa't him krije soe. Hja tochten, as it earlik om en ta gyng, kaem er Ruben ta, de âldste, dy't it wurk regele as hja fan hûs wiene en dy't dus net altyd sels yn it swierste plak stie. Mar fansels, doe't it sa fier wie, krige Jozef de mantel! Soe men jin net...? Och, né, it koe har neat

skele om dy mantel, as it wêze moast koene se elk foar oar wol djûrder bitelje, mar dit wie gjin menear. Jozef wie noch in bern en sa'n mantel koe mar krekt foar de âldste!

Mar hja bigriepen wol hwat hjir achter stike: as har heit syn sin krige, dan kaem it rjocht fan 'e earste berte oan Jozef en dêrmei in dûbeld bemepart. Sels hie er dêr om wraksele mei Ezau, hoewol't dy de âldste wie, en nou soe er it wer syn jongste taparte, mar sa fier wie it noch net! Dan wiene hja sels der ek noch! Hja lieten har net alles dwaen, as er dat mar wist! Wie it soms noch net moaijernôch, dat hja dy Jozef alle dagen foar eagen hiene, de noas yn 'e wyn en 'e bûnte mantel om, net oars as wie er in prins en de hear fan har heite folk? En stadich, hast sûnder dat hja it murken, bigounen se him to haetsjen.

Jozef sels wist dêr neat fan. Hy bigriep

net dat de oaren him net útstean koene, dat hja mei elk wurd, mei elke stap, mei elke biweging him noch mear bigounen to haetsjen; it wie soms as hearde it sa, dat syn heit him foartriek en it altyd mei him hâldde. En sûnder dat er it sels wiste, makke er yn dy tiid alles noch helte slimmer. It barde op in nacht dat er in dream krige; in wûndere dream. Hja wiene alverisom oan it skeavebinen op 'e bou en krekt doe't er in skeaf boun hie en op 'e groun smiten, riisde dy skeaf fan sines oerein. Forheard seach er der nei, mar tagelyk stiene ek de skeaven fan syn healbroers en allegearre bûgden se foar sines, djip nei de groun. En dêrmei waerd er wekker. Fuort de oare moarns fortelde er it oan de broers; hy foun, it kaem har ta dat hja it wisten: it gyng op it lêst ek harren oan. Dat it gefaerlik wie sok ding to sizzen, kaem net ienris by him op! Men kin it op lêst net helpe dat men dreamt! Dreamen, soms kamen se fansels en dan wie alles nuver en trochinoar en men lake der ris om; in inkelde kear wiene se klear en dúdlik - en dan kamen se fan God. Fansels wie dizze dream fan God! De iene of oare kear soene de broers komme en foar him bûge; in bern koe it bigripe. It wie wol frjemd, mar hy koe der ek neat oan dwaen.

De broers, doe't hja it hearden, bisauden har. Hoe wie it mûglik dat dy jonge soks dreame koe. Hwant sokke dreamen, dat wist elk, dy kamen net fansels; sokke dingen der roun er fansels deis mei om. It wie oars neat as syn greatsk hert. En it slimste wie noch, dat er it sels fortelde, dat er net bigriep hoe healwiis it wie! Leaude er nou wier, dat er noch ris oer har hearskje soe en dat hja foar him bûge soene, as slaven foar har hear? Sa seach men mar ris wer, hwat der groeide fan sa'n knaep dy't it noait bidjerre koe. Mar hja bûgden nèt foar Jozef, dat wie wol wis!

Jakob bearde net, lyk as de broers dien hiene, doe't Jozef it him fortelde. Hy liet de saek yn him omgean en it woe him wol oan dat dy dream fan Godswegen wie. Hoe lang wie it lyn dat syn mem Rebekka in godswurd krige? ‘De âldste sil de jongste tsjinje.’ Dy jongste, dat wie hy doe! En dat wurd wie nei-kommen. Soe it nou deselde wei opgean mei dizze soan fan him en Rachel? It wie him net to forgunnen: der soe striid en skeel út fuortkomme, lyk as doe mei him en Ezau en hy hie mar ien broer en Jozef tsien. Mar as it fan God wie, dan soe it komme en moast men jin skikke.

In skoft letter dreamde Jozef wer en op 'e nij fortelde er it oan syn heit en syn heal-broers. Dizze kear wiene it de sinne en de moanne en alve stjerren, dy't bûgden foar him. Jakob seach hoe't de bruorren it opnamen, hoe smeulsk hja laken yn har lang rûch burd. It wie it bêste dat er der sels hwat fan sei, oars kaem der hwat. En dit gyng neffens him ek to fier! Dy jonge krige wol frjemde dreamen!

‘Myn soan’, sei er forwitend, ‘hwat is dat foar in dream, dystû dreamd hast? Soene wy faeks komme, ik en jimme mem en dyn bruorren, om ús foar dy nei de ierde to bûgen?’

Letter, doe't er allinne wie, moast er der iderkear wer om tinke. It wie dochs in bysûndere dream. Der oer prate woe er net wer: om 'e broers net en ek net om Jozef, mar hy moast dit al ûnthâlde...

Ynpleats kaem doe dy reis nei Bethel en it forstjerren fan Rachel, de deis dat har twadde soan berne waerd. Hy tocht net mear om 'e oergunst fan 'e bruorren, hy tocht mar allinne mear oan Rachel. Wie it wûnder, dat er nou noch mear oan Jozef hong? As er him stappen seach, jong en slank en feardich, tocht er oan Rachel, sa't hja doe op him ta-kaem, dy deis by de boarne; as er him oanseach, wie it as seach er har; soms, as er syn lûd by de tinten hearde, miende er dat hja sa mar foar him stean soe.

It wie yn dy tiid dat de slach foel en Jozef by him weinommen waerd...

De dreamer forkocht

OP IN KEAR, DOE'T SYN HEAL-broers nei it kamp by Sichem wiene, wie Jozef by syn heit bleaun yn 'e delling fan Hebron. Der gyngen wiken en wiken foarby en om't der tael noch teken

... Leaude er nou wier, dat hja foar him bûge soene as slaven ...?!

kaem, bigoun it Jakob oan to gean. Hwa wit, hiene de Kanaäniten net wraek nommen oer de moart fan Sichem en har alle tsien deade? It soe in lange mars wurde, alhiel fan Hebron ôf, en allinne reizge it net plezierich, mar der holp neat oan: Jozef moast der op út. Hy woe witte hoe't it mei de jonges gyng en hoe't it der mei de bisten foar stie.

Jozef wie daliks ré om to dwaen hwat syn heit him oplei; hy hie al gjin aerd om tsjin to praten en de lange reis lokke him oan. Fansels joech er neat om it lang ein rinnen; dy't alle dagen mei de keppel it lân út is, dy is wol rinnen wend. It kaem net by him op, dat der gefaer by wêze koe en dat de bruorren him wol ris kwea dwaen koene. Hy wist wol, dat hja him net lije mochten en dat hja him faek pleagen, mar hy tocht dat dat altyd sa wie mei de jongste fan in keppel broers; dat hja him sa fûl haten en sels gjin moart skromje soene, dat wist er net. Dat hy sloech moedich de bûnte mantel om, deselde dy't syn heit him jown hie en dêr't de bruorren sa lilk om west hiene en sette de stap der yn, de kant nei Sichem op.

Jakob seach him lang nei. It soene frjemde, ûnwennige dagen wurde, mar langer as op syn heechst in pear wike, hoegde it net to duorjen. Hwerom stjûrden dy bern gjin birjocht, hja wisten wol dat er it mar heal fortroude, dêr by Sichem en der wie dochs wis yn it kamp wol in slaef dy't mist wurde koe? Hy soe bliid wêze as Jozef der goed en wol wer wie, dan wist er to-minsten hoe't it wie.

Hja weiden de keppels in hiel ein fan Sichem, op 'e flakte fan Dothan, doe't hja Jozef kommen seagen oer de heuvels. Earst tochten se dat it in reizger wie dy't de greate karavaen-wei del kaem, it Noarden yn, mar doe't er tichter by kaem, koene se him oan syn stap en syn mantel. En mei't hja him seagen lôge al de âlde grime op, dy't hja sa lang al opkroppe hiene, alle oergunst en de fûle haet om syn greatske dreamen en hja seine tsjininoar: ‘Kom, lit ús him deadzje en him yn ien fan dizze kûlen smite en wy sille sizze dat in wyld dier him forskuord hat; dan sille wy ris sjen hwat der fan syn dreamen wurdt!’

Hwat koe it har skele dat er har broer wie, har eigen flesk en bloed, dat er noch sa jong wie en dat der thús in âlde heit op him wachte? Hy wie hàr yn 'e wei en dan moast er mar stjerre! En bûtendat, sa'n kâns as nou kaem der miskien noait wer. Fan al dy tsien jonge keardels wie der net ien dy't oerein sprong en sei: mar dat sil net! Dat is in gemiene moart en dy't it weaget om oan him to kommen, dy kriget mei my to dwaen! Mar der wie àl ien, dy't dit to fier gyng en dy't it bigreate om har heit. Dy iene wie Ruben, de âldste. It wie net dat er mear mei Jozef op hie as de oaren, mar hy hie skoan foar it forstân, dat hy letter, om't er de âldste wie, rekkenskip jaen moast en dat doarst er net. As hy skuld mei hie oan it bloed fan syn broer, hoe soe er dan de âldman oait wer ûnder de eagen komme? Mar hy bigriep ek wol dat it gjin sin hawwe soe om in goed wurd foar Jozef to dwaen; hja joegen dochs net om sizzen en har hate en wrok siet to djip. As er Jozef rêdde woe soe er hiel oars to wurk gean moatte. Hy wist wol hwat: as Jozef mar libben yn 'e kûle kaem, ynpleats fan dea, dan koe er him der to-mûk úthelje en nei har heit ta stjûre! Mar hja mochten neat oan him fornimme!

Dat, suver ûnforskillich, sei er: ‘Wis, it bêste is dat er stjert en hjir, yn sa'n kûlesûnder-wetter, kraeit der gjin hoanne nei! Mar it is àl better dat wy him sels net oan it libben komme; bloed dat yn 'e ierde getten wurdt, dat ropt nei de himel om wraek. Soe it net folle better wêze, dat wy him libben yn dy kûle smieten? Dan stjert

er likegoed, fan honger of toarst, mar gjinien kin sizze dat syn bloed oan ús hannen klibbet.' Hy hie net ienris folle hoop dat hja nei him harkje soene: der wiene mannen by, dy joegen nearne net om en de wylde Simeon hie nou ek wer it heechste wurd. Dy wie net bang fan bloed, dat hie wol bliken dien to Sichem!

It wie suver in pak fan syn hert, doe't hja it allegearre goed founen. Miskien wie it wol goed foar Jozef dat er ris goed yn 'e binaudheit kaem, mar yn elk gefal wie syn libben rêdden. Sûnder dat de oaren it wisten, soe er him út 'e kûle helje en nei hûs ta stjûre en gjinijien soe witte dat hy it dien hie!

Hy bleau fan siden stean doe't Jozef der oankaem. Hwat like er noch jong en sûnder euvelmoed; bliid dat er, nei de lange iensume reis, wer by eigen wie. Ruben

hearde syn lûd doe't er in groetenis spriek en hy seach hoe deadlik wyt er waerd, doe't hja op him tasprongen en him de bûnte mantel fan 'e skouders skuorden. Wiid en skril stiene syn donkere eagen; it wie as fregen se: Hwat wolle jim, hwat haw ik dien, dat jim op my oanfalle, tsien tsjin ien? Doe seach er hoe't in pear fan 'e bretaelsten him fuortsleepten, de flakte oer nei de kûle ta. Hy jammere en rôp om genede. Mei greate stappen sette Ruben de flakte út; doe't er al in ein fuort wie, miende er noch dat er dat wanhopich gûlen hearde. Wacht mar jonge, tocht er, strak as de oaren ite, helje ik dy der út!

Hja ieten in ein fan 'e kûle ôf, dêr't de karavaen-wei nei it Suden troch de flakte fan Dothan rint. It iten smakke der har net minder om en hja praetten lûd en drok. It wiè in rare gedachte, dat dy broer fan harres dêr nou yn dy kûle lei, dat er stjerre soe fan toarst en honger, mar it wie suver syn eigen skuld. Hwat die er ek sa greatsk to wêzen en sokke rare dreamen to hawwen? Hwat die er ek to klikken as hja ris hwat forkeards diene en hwerom wie er sa from en stie er sa by har heit yn 'e gunst? Har heit... Dy soe him komme to missen, mar soks slyt wol mei de tiid en de lytse Benjamin wie der ek noch!

Op e' wei, noch in fiks ein ôf, seagen hja in rige kamielen kommen. Sokke karavanen kamen hjir wol faker lâns: Ismaëliten, dy't balsem en myrrhe en swietrokige krûden út Gilead wei nei Egypte brochten en dy't fierder alles kochten dêr't hwat op to winnen wie: ek slaven as it sa útkaem. En yn-ienen krige Juda in prachtich idé. ‘Stil’, sei er, ‘harkje ris nei my. It is dochs to slim dat wy ús eigen broer deadzje, ek al forjitte wy syn bloed net. Kom, lit ús him forkeapje oan dizze Ismaëliten!’ De oaren founen it daliks goed. It wie gau sa goed as him yn dy kûle omkomme to litten en hja wiene him likegoed kwyt! Dy't as slaef nei Egypte gyng, dy kaem net werom! Hja riisden oerein en wachten op 'e keaplju en stieken de hân omheech. De klokjes oan 'e koppen fan 'e kamielen tinkelen. De lieder fan 'e karavaen lake de wite tosken bleat yn syn brún gesicht. ‘Oft hja yn slaven diene? Wis; hja wiene keaplju en kochten alles.’ Doe gyngen der in pear fan 'e bruorren op út om Jozef op to heljen.

Yn 'e donkere kûle hearde Jozef har stap en har stimmen. Dus hja kamen dochs noch om him! It hie dus oars neat west as in wrede grap en it wie har doel net om him hjir stjerre to litten, fier fan hûs. O heit, tocht er bliid, nou kom ik dochs wer thús! Doe seach er har donkere koppen boppe de rânne fan 'e kûle en it tsjûke tou dat hja sakje lieten; dronken fan blidens knypte er syn hannen der om hinne en plante syn fuotten tsjin 'e steile kant. Hymjend stie er dêr boppe en seach de flakte wer, de muorren fan Dothan en op it brune fjild, it bûnte fé fan syn heite keppel. Hy woe har bitankje, hy woe sizze hoe bliid er wie, mar de wurden bistoaren him op 'e lippen. Op 'e nij pakten se him beet en sleepten se him oer it fjild. En dêr by de wei stiene de oaren by in lange rige kamielen. Hwat woene se nou? Makken se him nou dochs noch dea?

Hy gûlde wer en rôp om help, mar net earder as doe't de Ismaëliten op him ta kamen, bigriep er hwat him boppe de holle hong. It skeat troch him hinne dat er dus net hoegde to stjerren, dat hja him net formoardzje woene, mar tagelyk wist er, dat dit slimmer wie as de dea. De soan fan Jakob in slaef yn Egypte! O, as syn heit dit wiste. En wer bigoun er to roppen om genede. De broers stieken gjin hân út en laken en de brune Ismaëliten bounen him en gaspen him fêst oan in kamiel. ‘Ik bin gjin slaef’, rôp er, ‘ik bin in broer fan har en hja meije my net forkeapje!’ In Ismaëlyt sloech him yn it gesicht en fan 'e skrik wie er stil. Doe makken se alles klear om

fierder. It wie bêst mûglik dat dy jonge in broer wie fan dy skieppehoeders, mar hwat soe it dan noch? Hy wie jong en linich en sterk en hja hiene tweintich goede sulver-sikkels foar him bitelle, dat hy wie nou fan har! As dizze njoggen rûge knapen har eigen broer forkwânselen, dan wie dat har eigen saek. En de karavaen-lieder stiek de hân op. De kamielen skodden de kop; de sulveren klokjes letten, de karavaen gie op reis.

Sa bigoun Jozef, de soan fan Jakob, de soan fan Izaäk, de soan fan Abraham, syn reis nei it lân fan Egypte...

Op 'e flakte fan Dothan sieten de bruorren en parten it jild dat hja fan 'e Ismaëliten bard hiene. Twa sulverstikken de man, as Ruben syn part ek ha soe. Men

koe der noch net by: in pear ûren lyn kaem er noch greatsk op har ta stappen yn 'e bûnte mantel en nou wie er op mars nei Egypte. En as Ruben net sa syn bêst die hie, en Juda letter, dan lei er dêr nou noch yn dy tsjustere kûle. It wie dochs better sa. En de dreamen kamen yn elk gefal net út!

En dêrmei seagen se allegearre forheard op; oer it fjild kaem Ruben op har ta mei greate stappen; wyld mealden syn bleate earmen boppe de holle en de mantel hong him to-skuord om 'e lea. Doe't er tichter by kaem hearden se him roppen: ‘De jonge is der net mear, en ik, hwer moat ik nou keare?’

Hja namen him tusken har yn en joegen him de beide sulversikkels. En bang hoegde er net to wêzen: hja makken alles yn oarder. Ien gyng nei de keppel en helle in geitebok; hja slachten it bist en hellen de moaije mantel fan Jozef troch it bloed, dat it krekt like oft in wyld bist him forskuord hie. De oare moarns bitiid stjûrden se in slaef nei Hebron; dy moast Jakob de bluodrige mantel bringe en sizze: ‘Dat hawwe jins soannen foun yn it fjild; jow dochs útslútsel oft it jins soan syn mantel is, of net?’

Doe't Jakob de mantel seach, to-skuord en ûnder it bloed, wie it as stie syn hert stil fan 'e skrik. Doe't er wer prate koe rôp er mei triljend lûd: ‘It is myn soan syn mantel, in wyld dier hat him opiten; forskuord, forskuord is Jozef.’

Lang stie er dêr mei de mantel yn 'e bannen en tocht oan Jozef, oan dy dei in Haran doe't er berne wie; oan de dei dat Rachel stoarn wie; oan dy moarn doe't Jozef ôfskie naem en de stap nei Sichem sette. It wie oft er gjin siken mear krije koe, oft alles him bisette en wyld taestte er nei de mantelkraech en skuorde syn klean. Dagen roun er om mei in swarte rou-doek om 'e heupen en doe't de bruorren en har froulju kamen om him to treastgjen, woe er net harkje. ‘Ik hoech gjin treast mear’, sei er wurch, ‘it is gau dien mei my: in mannich dagen noch en dan stjer ik. It libben is neat mear sûnder Jozef en om dit skoftsje hoecht de rou-doek net mear ôf. Rouwend sil ik ta myn soan yn it grêf delfarre.’

Mar doe't de dagen en de wiken foarbygyngen bigriep er dat syn tiid der noch net wie. Dan wie dat him ek wer goed, God moast it mar witte. It wie himsels ûnbigryplik, mar it alderslimste leed bikaem hwat, al gyng der gjin dei foarby dat er net tocht oan 'e forstoarne soan. Soms tocht er mei in drôve glim oan dy beide dreamen. Nea soene de bruorren foar him bûge; nea soe er de greate seine sizze oer de holle fan Rachel har earste soan. Dy dreamen... Dat de sinne en de moanne en de stjerren net fan 'e himel fallen wiene, dy deis doe't dat bist syn jonge bisprong! En hy hie sa fêst forwachte, dat God hwat greats mei dy jonge foar hie!

Stadich-oan, doe't de lytse Benjamin opgroeide joech er alle leafde fan syn hert oan dat bern fan Rachel De oaren wiene troud en krigen sels bern en groeiden fan him ôf, mar Benjamin hie er altyd by him. En it wie frjemd, mar doe't er Benjamin leaf hie, hast noch mear as Jozef destiids, doe't er him foartriek en it like as joech er mar allinne om dy iene soan, doe teagen de oare soannen it har net oan; hja founen it bêst en hâldden allegearre fan him. Wie it miskien om't hja âlder wiene en sels al heit en har ta deugd oanstelden nei de wylde jeugd? Of woene se, sûnder dat hja it sels rjocht wisten, oan de jongste fan Rachels soannen goedmeitsje hwat hja oan 'e âldste misdien hiene? Hiene se spyt oer hwat hja dien hiene? Yn elk gefal hat net ien fan harren syn sûnde biliden en it oan Jakob forteld...

De slaef fan Potifar

UT DE FLAKTE FAN DOTHAN trieken de Ismaëliten it Suden yn, de greate karavaen-wei lâns, dy't nei Egypte rint. Hja kamen ticht by Hebron lâns en Jozef hope noch tsjin hope dat der hwat barre soe. It koe net, mar às syn heit hjir nou ris lâns kaem en him seach, of ien fan 'e slaven thús? Men koe noait witte... Hy forgeat de wurgens dy't as lead oan syn fuotten hong, de honger, de fûle toarst en hy seach alle kanten út.

Der wie gjin minske to sjen en der barde neat. Hja lieten Hebron lizze en trieken

de steppen yn fan it Suderlân; elke stap dy't er sette brocht him nou fierder fan hûs, fierder fan syn âlde heit. Dy wist it nou noch net en de bruorren soene wol soargje dat er it ek net to witten kaem. O God-yn-'e-himel, tocht er, hwat haw ik har dien, dat hja my dit oandwaen koene? De leafste soan wie ik fan ús heit, ik koe krije hwat ik ha woe en de slaven fleagen as ik wonk; en nou bin ik sels in slaef, forkocht troch myn eigen heal-broers en op wei nei in frjemd lân.

En iderkear op dy lange mars, moast er tinke oan 'e dreamen dy't er destiids hawn hie. Soe it dan dochs gjin boadskip fan God west hawwe en hiene de bruorren dochs gelyk dat it allegearre fuortkaem út syn greatsk hert? Mar it wie oars ek sa ienfâldich: bûgjende skeaven, en de sinne en de moanne en de stjerren, dy't him hulde diene. Nou noch, as er de eagen tichtknypte en him meilûke liet troch dy kamiel, seach er alles foar him. En nou noch, yn dizze greate need, nou't er slaef wie en stellen út syn heite hûs, lei it him by dat der in omkear komme soe, dat God in doel mei him hie! Hy wist allinne mar net hwannear en hoe...

Yn elk gefal woe er net mear gûle en jammerje; as eigen gjin meilijen mei him hie, hwat koe er dan hoopje fan dizze hurde Ismaëliten? Mar nou soene se gjin triennen mear fan him sjen; hy soe geduldich wêze en op God bitrouwe.

Yn 'e keningsstêd, tichte by de grins, forkochten se him oan Potifar, de kommandant fan 'e liifwacht, in machtich man, dy't de wacht hâldde oer de Farao. Hy wenne yn in prachtich hûs en bûten de stêd hie er lân, dêr't de slaven wurken, hast neaken yn yn 'e gleone sinne, mei oars net om as in smelle doek om 'e heupen. Jozef wie tige bliid dat er net nei it lân hoegde, mar dat er yndield waerd by de hússlaven. Hy naem it as in teken fan Gods gunst oer him en fan 'e earste dei ôf die er goed syn bêst. En mei't er út alle macht syn wurk die, hie er deis gjin tiid om ûnwennich to wêzen en foel er jouns fan wurgens yn 'e sliep, sadré't er it bêd roerde.

It duorre net lang of Potifar murk dat Jozef bysûnder goed yn syn wurk wie en dat alles him slagge dat er bisocht. Dat hy keas Jozef út om him persoanlik to bitsjinjen en sadwaende hie er him altyd om him hinne en fornaem er dat God him seinge. Doe't er lang by him west hie sette er Jozef boppe alle oare slaven yn 'e hûs en noch letter krige er it bistjûr oer alles dat Potifar hie. Hy moast alles regelje dat der to dwaen wie, hy hiet de slaven it wurk en biskikte har de spize, hy kocht alles yn en forkocht hwat it lân to-folle joech; der barde neat dat bûten him omgie. Allinne it iten dat er sels iet en dat oan de strange Egyptyske spiis-wetten foldwaen moast, gie Potifar sels oer.

Sa wie Jozef dan de bistjûrder fan it hûs fan Potifar; tusken de slaven mei har smelle heupdoek, roun hy yn syn lang wyt kleed en gjin-ien soe it weagje om tsjin him op to stean. Guon wiene oergunstich op him en founen it net sa moai dat dy frjemde Hébréër boppe har set waerd, dy't langer yn it hûs fan Potifar wennen. Faek seagen se skean nei him as er har foarbykaem, mar hja doarsten him neat to missizzen.

Der wie noch ien yn it greate hûs dy't faek nei Jozef seach: de frou fan Potifar, mar yn har donkere eagen stie hiel hwat oars as oergunst en haet. Hja foun him sa jong en sterk, sa tsjep fan gesicht, in hear hast ynpleats fan in slaef, mei syn wide mantel. Har man wie lang sa aerdich net, folle âlder en hy bimuoide him net folle mei har; hy gie ek alhiel op yn syn wurk en wie hast altyd by de kening. Hja woe dat Jozef har man mar wie en op in kear, doe't er earne yn it greate hûs oan it wurk wie, rôp se him en frege: ‘Kom by my op 'e divan; myn man sjocht it dochs net; dy hâldt net fan my, dat wês dû myn man sa lang...’

Jozef seach har mei greate eagen oan; hy fielde dat er in kleur krige. Hoe doarst se it sizze, tsjin him, dy't in slaef fan har hear wie! Hy skodholle en wylst er by har wei roun sei er: ‘Sjoch, myn hear hat my oer alles set dat yn syn hûs is en hy hat my neat ûnthâlden bihalve jo, om't jo syn frou binne; hoe soe ik dan sa'n great kwea dwaen, en sûndigje tsjin God?’

Hja seach him nei en glimke. Hy doar net, tocht se, mar hy wol wol graech en as ik him wer freegje, moarn, dan docht er myn sin. Fêst! Dat Jozef dat greate kwea net dwaen woe, en dat de Heare him holp om sterk to stean yn 'e forlieding, dêr bigriep se neat fan.

Dat de oare deis frege se wer en de deis deroan en folle faker, mar elke kear wegere er en harke net nei har twingen. Op it lêst koe se net mear fan him ôfbliuwe en doe't er op in kear hy har yn 'e keamer wêze moast, kaem se op him ta en pakte him beet by de mantel. Doe't er fielde dat er him net losskuorre koe, gaspe er fluch de mantel los en yn syn ûnderkleed flechte er de doar út. Nimmen seach him doe't er de gongen troch, nei syn eigen keamer, roun...

En dêr stie de frou yn har keamer, de mantel fan Jozef stiif yn 'e fûst. Dy slaef, tocht se, mient dy nou wier, dat er safolle better is as ik? Sil er my nou oan Potifar forklappe en sizze dat ik myn man bidrage woe? Dagen lang haw ik my fornedere en achter him oanroun: nou wol ik him net iens mear hawwe; ik haetsje him!

Forachtlik smiet se de mantel oer de flier en doe, mei in skille stim, as in frou yn need, bigoun se to roppen om help. Doarren sloegen, hastige stappen sljurken troch de brede gong, slaven sprongen de keamer yn.

'O', hime se, 'hwat bin ik bliid, dat jim kommen binne... Dy slaef út Kanaän dy woe de spot mei my slaen... Syn mantel smiet er út, en sa kaem er op my ta om my oan to randen...' Hja wiisde nei it wite kleed op 'e marmeren flier. Har wangen gloeiden, har donkere eagen flammen.

De tsjinners leauden alles hwat hja sei. Dat die har neat gjin nij, dat dy frjemde slaef, dy't sa moai mei Potifar prate koe en dy't sa gau ta macht en eare kommen wie, dat dy sokke gemiene dingen die. Mar nou wie syn ryk dan út en krige ien fan harren syn amt en syn titel!

Doe't Potifar de jouns thús kaem wachte de falske frou him op. 'O Potifar', sei se snokkend, 'dy slaef út Kanaän, dystû ús hjir brocht hast, dy Hébréër, Jozef, dy is ta my kommen om de spot mei my to slaen en doe't ik lûd bigoun to roppen, hat er syn mantel hjir lizze litten en is er nei bûten flechte!'

Potifar wist net hwat er hearde. Hy koe it hast net leauwe fan Jozef, mar syn frou sei it en hoe soe se oars oan syn wite mantel komme? Forheftich lôge syn grime op. In machtich man lyk as hy, dy't syn wurk by de keningswacht hie, dy soe net mear fan hûs kinne, om't in slaef net by syn frou fortroud wie? It muoide him om Jozef, mar dit koe net troch de fingers sjoen wurde! As it in gewoane slaef west hie dan hie er him ophingje litten; dat woe er Jozef net oandwaen, mar yn it tichthûs soe er al! Flak by syn hûs, ûnder in heech gebou, wie 'de kûle', in tsjustere hoale dêr't elk yn opburgen waerd dy't hwat dien hie tsjin de kening of syn hege hovelingen. As kommandant fan 'e liifwacht gyng Potifar ek oer dy finzenis en dêr liet er dyselde nachts Jozef noch hinnebringe. Hy woe him earst net mear sjen: hy wist alles ommers al fan syn frou, dat dan joech it gjin foech dat er nei-fraech die by in slaef.

Jozef kaem net yn it forset doe't se him hellen en yn 'e boeijen sloegen; hy hie net oars forwachte, sa goed koe er de hege hearen wol! Hy wie ûnskuldich, mar hwat foar sin soe it hawwe om dat to sizzen? De soldaten dy't him opbrochten koe it neat skele en Potifar hearde him net. Gewillich roun er mei; hy gûlde net: sûnt dy kear by de kûle wist er dat gûlen net holp! Doe't de swiere doar achter him ticht foel, huvere er en tocht oan syn dreamen...

Dreamen komme út

STADICH GYNGEN DE DAGEN FOAR-by yn 'e sombere finzenis. Nei al de drokte en it biweech yn it greate hûs fan Potifar, kaem Jozef nou yn 'e stilte; nei alle wurk en

omtinken, hie er nou neat mear to dwaen. En al dy lege ûren en dagen siet er to tinken, altyd mar wer to tinken.

Hoe koe dat nou, dat hy hjir ûnskuldich sitte moast, yn izeren boeijen, en dat de frou fan Potifar yn wielde libbe en yn eare by de minsken? Hwerom krige altyd mar wer de forkearde lean en moast de goede it bilije? Wie it dan faeks sa, dat God de sûnde leanne en it goede mei straf bisocht? En soms wie it oft in stim yn him spriek: hoe koest' ek sa dom wêze en gean tsjin dy frou yn? Witst' it dan nou noch net, dat in slaef it altyd forliest tsjin 'e forname lju? Hie dochs dat wiif har sin dien en dan hie alles goed kommen...

Mar as er dan wer ta bisinning kaem, wist er dat it sa net wie. It muoide him net dat

er trou bleaun wie en by alle illinde leaude er fêst, dat God him ek nou noch helpe woe en dat der ienkear in blide omkear komme moast. Hy koè net leauwe dat dit nou yn syn libben it lêste wêze soe en dat er oan syn deadsdei ta hjir yn dizze hoale forkeare moast. Wie er dan net de soan fan Jakob, dy't ingelen sjoen hie en dy't mei God wraksele hie, en tsjinne hy dyselde God net út hiel syn hert? En noch altyd koe er net leauwe dat dy dreamen út syn jongestiid alhiel gjin bitsjutting hawwe soene...

Dat ek yn 'e finzenis paste er goed op, lyk as it in tsjinner fan God foeget en mei'er tiid murken de wachters it en sprieken oer him mei har oerste. Dy fornaem ek al gau hwat der yn Jozef siet en sadwaende krige er forlichting: de boeijen kamen ôf en hy mocht helpe by it rounbringen fan it iten. Dat wurk die er sa goed, dat de kommandant fan 'e finzenis him mei Potifar forstie en hy frege om Jozef noch mear en oar wurk op to dragen. Potifar foun it goed: hy wist wol dat alles, dat Jozef ûndernaem ek slagge en op dy menear wie it jild dat er foar him bitelle hie to-minsten net alhiel wei! Miskien hie er yn al dizze wiken ek wol fornommen dat syn frou net sa ûnskuldich wie as er earst miende.

It duorre net iens sa lang mear, of Jozef regele alles dat der dien wurde moast; hy parte it iten om en stie oer hiel it personeel en de hiele administraesje kaem foar him op; de kommandant fan 'e finzenis seach nearne mear nei om en alles hie noch noait sa goed yn oarder west. Dêrom wie it net altyd maklik: hy bleau yn 'e finzenis en jierren lang kaem er net bûten en miste er syn frijdom. Der wie alle dagen itselde wurk en it kommen en gean fan finzenen, mar noait gie foar him de greate doar iepen. Soms tocht er: ik woe dat hjir ris ien kaem dy't mei de kening prate koe en in goed wurd foar my dwaen woe.

Doe't der jierren foarby gien wiene en doe't er hast gjin hope mear hie, krige er ûnforwachts syn bigearen. Op in dei brocht Potifar sels twa mannen yn 'e kûle: de skinker en de bakker fan 'e Farao, twa fan 'e heechste hovelingen en Jozef krige opdracht om goed op har to passen en om it har sa goed mûglik to jaen. Potifar woe wis wêze dat hja net ûntkamen, mar tagelyk ek, da hja gjin klachten hiene as de kening har ris in kear wer los liet en dêrom bitroude er se oan Jozef ta.

Jozef die al syn bêst om it de hege hearen nei it sin to meitsjen, al foel dat net ta soms: de beide mannen wiene it goed wend en in finzenis yn Egypte wie nou ienris gjin bêst kosthús! Mar al gau koe er it bêst mei har fine en op in moarn, doe't hja tige suchten en diene en alhiel forslein liken, frege er har daliks hwat der oan skeelde. It kaem der op út, dat hja beide in dream hawn hiene, de skinker en de bakker en it like har ta dat dy dreamen in bitsjutting hiene. As hja nou noch yn it paleis west hiene, dan hiene se de wiersizzers fan 'e kening freegje kinnen, mar hjir yn dizze hoale wie fansels wize noch tsjoender! Moast men dan net forslein wêze, as de goaden boadskip hiene en men wist net hoe en hwat?

Jozef bigriep dat hjir nou de kâns wie dêr't er sa lang op wachte hie. As God him dy dreamen sjen liet, dan soe miskien de kening fan him komme to hearren en him frij litte! Syn hert kloppe, mar foar it úterlik kalm sei er: ‘De útlizzing komt net fan minsken. Ik tsjinje God, dat fortel it my.’

Mei spanning harke er hoe't de skinker fortelde. ‘Sjoch, der wie in wynstôk foar my en oan dy wynstôk sieten trije ranken en mei't er útbotte skeat er yn 'e bloei en de druven groeiden en waerden ryp; doe naem ik de druven en kniep se út yn 'e keningstsjelk en ik joech de Farao de tsjelk yn 'e hân.’ Hy seach it foar him, wylst de skinker syn forhael die: de wynstôk dy't bloeide, de tinende druven, de goudene

tsjelk, de trije ranken... En sa mar ynienen wist er, hwat dy dream bitsjutte: God liet it him sjen en rêstich sei er: ‘Dy ranken, dat binne trije dagen; binnen trije dagen sil de Farao jins holle forheegje en jo wer yn jins amt sette en jo sille de kening de tsjelk op 'e hân jaen, neffens foarich rjocht, doe't jo syn skinker wiene.’ Jozef seach it him oan, hoe bliid er wie en hy tocht dat it nou de tiid wie om in gunst to freegjen. ‘Mar as jo wer yn jins amt binne, biwiis my dan de gunst en doch it pleit foar my by de kening, hwant ik bin stellen út myn heite hûs en ûnskuldich moat ik hjir sitte.’

Foar't de skinker anderje koe, naem de bakker it wurd. ‘Ek yn myn dream komt

it getal trije foar', sei er moedich, 'miskien sil ik los komme op 'e selde dei. Sjoch, trije kuorren mei fijn gebak droech ik op 'e holle; en yn 'e boppeste koer wie allerhande spize foar de kening. Mar ik koe it him net bringe, hwant de fûgels ieten it út 'e koer, boppe myn holle wei.'

Ek dizze kear wist Jozef daliks hwat de dream bitsjutte. Syn lûd wie earnstich doe't er útliz die: 'Noch trije dagen en de Farao sil ek jins holle boppe jo forheegje en hy sil jo oan in peal hingje en de fûgels sille jins flesk fan jo ôfite.'

Doe gyng Jozef fierder en die syn wurk en liet de beide mannen achter, de iene mei syn blydskip en de oare mei syn fortriet...

De tredde deis nei de nacht fan 'e dreamen wie it de Farao syn jierdei. Der soe in great gastmiel wêze foar de kening syn freonen en riedslju en foartiid kaem der birjocht dat de skinker yn genede oannommen wie en dat hja him klear meitsje moasten foar syn wurk.

De moarns bitiid wie de bakker al ophelle. Jozef hie him fuortgean sjoen tusken de soldaten, bleek en ûntdien, de eagen skril fan eangst. Doe't er letter op 'e moarn syn namme útdie yn it boek fan 'e finzenen, seach er wer dat bleke antlit foar him. It bigreate him, mar hy koe it net helpe dat it him lichter om it hert wie as ea to-foaren. Hy hie de skinker noch ris to wurd west, dat dy wist nou alles en soe in goed wurd foar him dwaen by de Farao. It soe wol goed komme, sei er; de kening en hy wiene net foar neat sokke greate freonen, foar't dit bard wie... Jozef hie him noch sjoen, by de bûgende tsjinners; doe't er nei de greate doarren stoep, like er de kening sels wol. En it wie mar in bihindich glimke, dat er foar Jozef oer hie.

En doe bigounen de dagen fan wachtsjen en hoopjen. De earste dagen forwachte er noch neat, mar doe't der in wike om wie en alles noch gelyk wie, waerd er ûnrêstich. Soms moast er stean bliuwe, sa mar midden yn it wurk, en him steune oan 'e muorre; dan stelde er him foar hoe't it gean soe: stappen op it binneplein, op 'e trep nei ûnderen; fûsten dy't bounzen op 'e doar; in soldate-stim dy't gebea: de finzene Jozef, destiids slaef fan Potifar, moat daliks los en by de kening komme. Hy seach himsels yn 'e keamer fan 'e kommandant, dy't glimke en sei: It muoit my om it wurk, mar ik bin bliid om jo... Dan skodde er de holle en lake om syn nuvere gedachten. Geduld moast er hawwe. Mar it wie sa swier, sa swier... En jouns as er op 'e sliepmatte lei yn it tsjuster, dan tocht er hoe't it wêze soe as er wer bûten wie, as de sinne waerm wie oan syn wangen en de wyn soeide troch syn hier en alle fûgels songen. En de oare moarns wie de kûle der wer, it wurk en de sletten doar.

Ek de twadde wike barde der neat, de tredde en fjirde net en bytiden koe er it hast net mear drage. Hy die syn wurk noch en nimmen kaem to koart by him, mar hy die it mei tsjinsin. Soms waerd er bitter en dan tocht er: hwat wol God dochs mei my? Hwerom seinget Er alle wurk dat ik doch, mar mysels seinget Er netl Hwat jowt it dat Er my wysheit jowt om dreamen út to lizzen en alle dreamen komme út, bihalve myn eigen? Bûgende skeaven... O bruorren, as jim dit ris wisten... O heit... O Benjamin...

It duorre moannen ear't er him skikke koe. God moast it mar witte hoe't it mei him soe! Hy die syn wurk wer, net mei nocht, mar krekt en mei greate trou. Soms hope er wer, hy wist net hwerop. Yn elk gefal net op 'e skinker! Dat hie er leard yn dizze bittere moannen, dat men net op minsken bitrouwe moat. Potifar liet him hjir sitte en de frou fan Potifar tocht net mear om him en de skinker, dy hege hoveling, forgeat

him om't er mar in slaef wie. En yn dizze donkere, dampe hoale gyngen de bêste jierren fan syn libben foarby... Doe't er alhiel gjin hope mear hie en doe't him alles goed wie, twa lange, einleaze jierren neidat dy ûntrouwe skinker fuortgien wie - doe wie it Gods tiid.

De blide omkear

DE SKINKER, DOE'T ER DY BLIDE dei út it tichthûs helle en nei de kening brocht waerd, wie fêst fan doel om syn bilofte nei to kommen en in goed wurd foar Jozef to dwaen. Fansels koe dat fuort de earste dei net yn alle feest en drokte en it moast ek op in kear dat de kening in

goed sin hie. Dat de earste wyks bleau it der by en de twadde ek en doe't der in moanne om wie, wie der noch neat fan kommen. It kaem fansels ek net op in wike oan mei ien dy't al jierren sitten hie! De twadde en de tredde moanne lykwols kaem de skinker der ek net oer gear en doe wie it hast to lang lyn om der noch oer to bigjinnen. It bigreate him suver om Jozef, mar it soe net iens forstannich wêze en bring it de kening wer yn it sin, dat hja doe sitten hiene, de bakker en hy: men koe mei de Farao noait witte hoefolle it krekt lije koe. Op it lêst tocht er net iens mear oan Jozef en hie er der alhiel gjin lêst mear fan.

It wie twa folle jierren letter dat er ûnforwachts wer om dy jonge Hébréër kaem to tinken.

Op in nacht hie de Farao dreamd en de ieremoams al wie alles yn it paleis yn rep en roer: boaden draefden de wide gongen troch en iderkear kamen wizen en wiersizzers oan, dy't de kening de dream útlizze moasten. Yn fol ornaet gyngen se de keningsseal yn en hja glimken wiis: hja hiene de machtige Farao wol earder dreamen ûtlein. Doe't hja, in skoft letter, fuort gyngen, glimken se net mear. De hovelingen seagen somber: dit wiisde net bêst; de kening hie in dream hawn en de wizen wisten gjin biskied!

En doe, ynienen, tocht de skinker wer oan Jozef. Dy jonge slaef yn 'e kûle, dy koe dreamen útlizze! Hy moast daliks nei de kening ta en siz it. En doe't er foar de Farao stie forhelle er alles, fan it kwea dat hja dien hiene, fan de dreamen dy't hja hawn hiene en fan de útliz dy't Jozef jown hie. Dat er syn wurd oan Jozef brutsen hie en dat er him twa lange, einleaze jierren yn dy hoale sitte litten hie, dat fortelde er der net by. De kening bitanke him tige en stjûrde fuortendaliks boaden om Jozef to heljen: hja moasten him skeare en nije klean oantsjen en him dan foarbringe.

Noch deselde moarns kaem Jozef. Rêstich stie er foar de troan, frij man, net frijpostich, mei klopjend hert mar foar it úterlik kalm. Freonlik seach de Farao him oan: ‘Ik haw in dream dreamd en gjinien kin him útlizze, mar nou haw ik sizzen heard, astû in dream hearst, datst' him ek útlizze kinst.’

Jozef antwurde: ‘Dat is net fan my, o kening - God sil Farao's heil wytgje.’ Om 'e strange mûle fan 'e kening luts in glim. Oan dizze jongeman woe er graech de dream fortelle; hy twivele der net oan of hy soe de útliz witte! En it wie frjemd, mar nou wie er der ek wis fan dat de útliz gunstich wêze soe, al hoe driigjend de dreamen liken.

En doe fortelde er. Hy stie yn syn dream oan 'e kant fan 'e rivier en seach sawn kij dy't út it frisse wetter opkamen en weiden yn it gêrs; hy hie der syn niget oan, sa fet en glânzich wiene se, suver in lust foar it each. Mar wylst er der noch nei seach, kamen sawn oare kij út it wetter op, sa skriklik meager, dat de kening him bisaude. Mar it waerd noch slimmer, hwant ûnforhoeds foelen se op 'e sawn fette kij oan en slokten se troch. It allerfrjemdste wie noch dat hja, nei dat nuver miel, noch like meager wiene as to-foaren... Fan skrik waerd de kening wekker mar letter foel er wer yn 'e sliep en hie noch in dream. Foar syn eagen skeaten sawn ieren op, fol en skoan en alle sawn oan ien strie en dêrnjonken groeiden sawn oare ieren, geld en fan 'e gleone wyn forskroeid en ek dizze kear forslynden de meagere de fette... Wie it wûnder dat de kening ûntdien wie, de moarns, en alles der foar oer hie om dy dream to witten?

Stil hie Jozef harke nei de Farao en, krekt as doe yn 'e finzenis, wist er daliks de bits jutting; hy hoegde der net oer to tinken, der net om to bidden ienris; it wie as

kaem it sa mar fansels by him op, mar hy wist dat God it wie, dy't it joech en it kaem net by him op om der greatsk op to wêzen. Rêstich, mei kleare stim fortelde er.

'De twa dreamen dy't de Farao sjoen hat, binne ien en deselde: God wol de kening forkundigje hwat der mei gauwens barre sil. De sawn fette kij en de sawn fette ieren binne sawn jierren en de meagere kij en de gelde ieren, dat binne sawn jierren fan hongersneed. Sjoch, de sawn jierren dy't nou komme, sil der greate oerfloed wêze in it lân fan Egypte, mar dernei komme der sawn jierren dat der hast neat waechse sil. En dat de meagere de fette oermânsk wiene en forslynden, dat bitsjut, dat yn 'e sawn hongerjierren alles opiten wurde sil, dat der fan 'e oerfloed oerbleaun wie; ja it sil sa slim wêze dat

de honger it lân fortart. Twaris hat de kening dreamd: it is om sjen to litten dat it wis komt en dat God haest hat om it to dwaen...

Nou dan, lit de kening sjen om in wiis en forstannich man en dy sette oer it lân fan Egypte en lit him fan alle nôt dat der de sawn earste jierren groeit, in fyfte part opkeapje en dat opslaen yn skuorren, dat der iten wêze mei foar minsken en fé, as de minne jierren komme.'

De kening en syn riedslju hiene mei greate niget harke; der wie net ien dy't oan Jozef syn wurden twivele, net ien dy't tocht: it sil wol hwat ta-falle. De kening sels seach Jozef oan en spriek: 'Omdat God dy dit alles sjen litten hat, is der gjin-ien sa wiis en forstannich as dû, dat dû silst oer hiel Egypte hearskje en neffens dyn wurd sil myn hiele folk ite en ik allinne sil heger wêze as dû!'

Doe naem de machtige Farao syn segelring en stiek him Jozef oan 'e finger, hy waerd yn it djûrste linnen klaeid en krige in gouden keatling om en noch dyselde oerdeis ried er troch de keningsstêd yn ien fan 'e keningsweinen. Heech stie er boppe it bûgende folk, Jozef de soan fan Jakob, en by alle blidens moast er iderkear wer tinke oan alles dat er trochmakke hie. Hy seach himsels wer gean nei Sichem, de bûnte mantel om; hy seach himsels wer stappen achter dy hege kamiel, de einleaze wei nei Egypte; hy seach de sombere finzenis wer by Potifar's heech paleis. Tritich jier wie er nou en dy bêste jierren kamen net werom. Mar dan skodde er de holle wer as woe er al dy drôve tinzen fan him ôfsette. Hy wie frij en de sinne wie waerm oan syn wangen en boppe him stie Gods blauwe loft. Hy mocht earder tankber wêze! En nou wist er hwerom't dat him allegearre oerkomme moast, hwerom't er forkocht wurde moast nei Egypte, hwerom't er yn Potifars hûs komme moast, hwerom't er yn 'e finzenis de skinker treffe moast: it wie om't God in doel mei him hie, it wie om't er Egypte rêdde moast fan 'e hongerdea. Nou koe er net mear treurje om dy foarbije jierren, nou koe er net ienris mear lilk wêze op syn heal-broers. Út wraek hiene se him forkocht, mar krekt troch har sûnde wie er yn Egypte kommen en ûnderkening wurden. Dat hoe soe er lilk bliuwe kinne, nou't God sa goed oer him wie? Fuort de oare deis al bigoun er mei syn wurk. Hy makke in reis troch Egypte om to sjen hwer't berchromte wie en hwer't skuorren boud wurde moasten. Doe't dat jiers de risping ynhelle waerd, kochten syn tsjinners it fyfte part op en sa gyng it alle sawn fette jierren. De tiid fleach om mei alle wurk en soarch.

De kening hie him in frou jown, Asnath, in dochter fan 'e preester fan On, út in tige rike famylje. Hy krige twa soannen, noch foar't de hongerjierren bigounen, en neamde se Manasse en Efraïm.

Doe't nei de tiid fan oerfloed it earste jier fan 'e honger kaem - de rivier de Nijl sette net op en it lân roun net ûnder - gyngen de skuorren iepen en kaem it folk fan Egypte om nôt to keapjen. Der kamen birjochten dat ek yn Kanaän krapte fan iten wie. It hert kloppe Jozef, doe't er it hearde. Soene se noch ris nei Egypte moatte, de tsien broers, om nôt foar de honger fan har hûs? Soe sa de dream noch wier wurde, de dream fan 'e bûgende skeaven? Mar djip yn syn hert hie er it ommers altyd witten doe't er by Potifar wie, doe't er finzen wie, sels yn dy lêste twa bittere jierren, doe't de skinker him forgeat.

Hy joech syn tsjinners bistel dat hja alle bûtenlanners dy't kamen om nôt to keapjen foar him bringe moasten.

De healbroers

HJA KAMEN YN IT TWADDE HON-gerjier, de tsien soannen fan Jakob, hwant de alfte, Benjamin, dy mocht net mei. Sûnt Jozef doe net thúskommen wie fan dy reis nei Dothan, fortroude er Benjamin net mear fan hûs. En foar gjin jild yn 'e wrâld soe er him mei gean litte nei Egypte. It like wol dat de oaren der ek tsjin oansoargen, hwant by alle krapte fan iten makken se neat gjin haest en op it lêst moast er se suver noch fuortdriuwe. Hy hope mar dat alles goed gean mocht en dat hja mei gauwens wer thúskamen, soun en goed, en de sekken fol nôt. Alhoewol, tocht er mei in sucht, it hoegde jin gjin nij to dwaen as it nèt goed kaem: alle dingen wiene him tsjin yn dit libben. Ra-

chel wie der al lang net mear en Jozef wie al jierren wei - tritich jier hie er nou al wêze kinnen! - en nou dy honger wer. En hoe soe it gean, dêr yn Egypte? Hja hiene jild genôch mei, dêr soe it net oan stean, mar soene se forkeapje wolle oan frjemden? Hy woe dat hja mar wer thús wiene, mar dat koe noch lang net...

Doe't Jozef hearde dat der tsien mânlju út Kanaän wiene, dy't earbiedich fregen om nôt foar de honger fan har bern, gyng er út er haest nei it gebou dêr't hja wachten. It hert sloech him. Soene se it wêze, de tsien healbroers, of wiene it miskien oare mânlju dêr't er net ienris kunde oan hie? Kanaän wie sa great! En dôchs? Krekt tsien! De jongste, Benjamin, dy soe miskien net mei meije, sa fier.

En dan dy oare fraech: as hja it àl wiene, soe er it dan sizze? Hwat soene se eagen opsette as er tsjin har sei: Ik bin Jozef, jimme broer, dy't jim forkocht hawwe nei Egypte! Lilk wie er net mear op har; it wie sa lang al lyn en dat âlde hertsear wie hast al wer forgetten... Of noch net alhiel! Né, hy koe net sa mar wer gewoan mei har prate; hy soe har strang oansprekke, har bang meitsje en dan soe er wol gewaer wurde oft hja noch like wreed wiene as doe dy deis to Dothan, of dat hja foroare wiene. En yn elk gefal soe er it praet op Benjamin bringe; hy woe witte oft hja dy ek sa haten as him doe en oft hja noch like oergunstich wiene. Miskien wol net en dan soe er har neat dwaen. Mar earst moast er hurd wêze, en har hifkje.

Doe't er se stean seach, tsienrisom yn 'e wide seal, koe er se daliks. Dat wie Ruben, de âldste en njonken him stie Simeon; dat wie altyd ien fan 'e slimsten destiids; en Levi wie der en Juda en alle oaren. Suver neat wiene se foroare, allinne hwat âlder wurden yn 'e tsien jier dat er fuort west hie. En fansels koene se him net mear; doe't er nei Egypte gyng wie er noch sa jong, by de tweintich om, en nou wie er in man, hiel oars yn 'e klean en hja forwachten him hjir alhiel net.

Sadré't hja him seagen kamen se op him ta en lieten har oer de groun falle; in telmannich bleauwen se lizzen, tsien mannen yn har wide bûnte mantels, de hannen útspraet, de holle oan 'e hurde flier. En foar har, heech en rjocht stie Jozef en seach op har del. Strang stiene syn eagen en nimmen koe him oansjen hwat der omgyng yn syn hert. It lei him op 'e lippen om to sizzen: Kenne jim my dan net mear? Libbet ús heit noch? En hoe is it mei myn broer, mei Benjamin? mar hy bihurde syn hert. Nou net swak wêze, tocht er; nou folhâlde en de strange hearsker spylje. Hy sei in pear wurden yn it Egyptysk, mar hja skodhollen en bigriepen him net.

Hy wonk en in tolk gyng njonken him stean en fortaelde hwat hy sei en hwat hja antwurdden; hy woe net wêze dat er elk wurd forstie dat hja seine.

'Ik leau net', sei er strang, 'dat jim komme om nôt to keapjen. Jim binne bispieders en wolle sjen hwêr't it lân iepen is en dan komme jim letter mei man en macht en falle Egypte oan!'

Hy seach, hoe't hja fan kleur forskeaten en elkoar oanseagen. Ruben kaem nei foaren en die it wurd. 'Myn hear moat net tinke, dat wy mei forkearde bidoelingen komme, mar de honger is swier yn it Suderlân, en as wy gjin nôt krije dan stjerre ús froulju en bern. Wy binne earlike minsken, hear en alle tsien binne wy soannen fan deselde heit. Dat wy kinne gjin bispieders wêze: hoe soe in heit tsien fan syn bern jaen ta sok nuodlik wurk?'

'Hawwe jim mear broers?' frege Jozef. Ruben sloech de eagen del. 'Wy hiene mei syn tolven wêze kinnen, mar ien dy is der net mear en de jongste is thús by ús heit.' De ûnderkening seach har oan; it wie oft syn donkere eagen troch har hinne seagen en liezen hwat hja tochten. 'Ik leau nòch dat jim bispieders binne', sei er koel, 'mar

ik wol jim noch in kâns jaen. As it wier is hwat jim my forteld ha oer dy jongste broer, dan sil ik alles hwat jim sein hawwe leauwe en oannimme dat jim earlik folk binne. Ik sil jim yn 'e finzenis sette, alle tsien, mar mei trije dagen sil ik ien fan jimme loslitte en nei Kanaän stjûre om dy jongste broer op to heljen. As dy hjir komt dan sil ik jim leauwe en jim kinne nôt keapje sa folle as jim wolle, mar sa net, by de Farao, dan wachtet jim de dea!'

Hja woene hwat sizze, pleitsje, mar Jozef kearde him om en gyng de doar út. Soldaten kamen en brochten har fuort...

Trije dagen letter stiene se wer foar him, beevjend en bang. Hwat soe er oer har bislute, dy machtige hearsker en hwa soe de iene wêze, dy't nei hûs mocht? De oaren

soene opsletten bliuwe, mar dy hiene tominsten noch oanhâld oan elkoar en hoe soe dy iene har âlde heit ûnder de eagen komme doare? Tsien greate soannen hie er útstjûrd en ien kaem der thús. En dy kaem om Benjamin!

En doe hearden se de tolk, dy't sei: ‘Myn hear is sa strang net as er liket: hy frezet God! Ynpleats fan ien, sil er njoggen man nei Kanaän stjûre en mar ien hoecht hjir to bliuwen. En as de njoggen werom komme en de lytse broer is by har, dan sil ek dy frij wêze en hiele Egypte sil foar jim iepen stean.’

Doe't de tolk fuortgien wie en de ûnderkening him omkearde, praetten se lûd en forheftich. Hwat joech it dat der njoggen nei hûs mochten, as har heit dochs Benjamin net meijaen woe? En dy iene, dy't hjir bliuwe moast! ‘Mar wy hawwe it fortsjinne’, seine se, ‘al dizze rampen, hwant wy hawwe gjin meilijen hawn doe't Jozef ús om genede bea en nou komt dit ús oer! God straft oan ús it ûnskuldich bloed fan ús broer.’

‘It is jimme skuld’, sei Ruben. ‘Ik haw noch sà sein: Bisûndigje jim net oan 'e jonge, mar jim woene net harkje. En nou sil ik wol bliuwe moatte, om't ik de âldste bin.’ Hja seagen hoe't de ûnderkening him omkearde en nei har seach, doe roun er fluch de doar út. Hwat bitsjutte dat nou wer? Hwerom wie alles sa frjemd en ûnbigryplik yn dit lân? Hwerom waerden hja foar spionnen oansjoen, hwerom setten se har ûnskuldich yn it tichthús? Hwerom? Hja wachten mei klopjend hert. En wilens stie Jozef yn syn eigen keamer en skriemde; syn skouders skokten der fan en de triennen rounen him oer de wangen. Hy wist sels net iens hwer't it om wie, mar doe't er de bruorren praten hearde wie it him sa mar oanflein: hy wie wer in jonge yn 'e delling fan Hebron, hy boarte wer by syn heite tint, hy gie wer it fjild yn mei de keppels. In wylde langst fleach yn him op nei de âlde heuvels, nei it tintekamp, nei syn heit, nei syn mem dy't sa lang al wei wie, nei al it âlde fan doe, nei syn forlerne jeugd... En hy seach himsels wer by Dothan, hoe't hja him oanpakten en him de mantel útskuorden, hy seach de haet wer yn har eagen, hy hearde Simeon wer razen en de fûle spot fan 'e oaren. En doe de kûle... de mars nei Egypte... Potifars hûs... syn frou en it somber tichthûs. Hy gûlde om alles dat er trochmakke hie, om al dy lange, forlerne jierren, om alle ûnwennigens yn dit frjemde lân; en miskien gûlde er ek wol fan blydskip om't er de bruorren wer sjoen hie, om't er Benjamin sjen soe en syn âlde heit.

Hy skriemde oant er gjin triennen mear hie; doe wosk er him en gyng nei har ta. Syn gesicht stie wer like strak as earst. In pear soldaten naem er mei en hy droech har op om boeijen mei to nimmen. Dus Ruben hie in goed wurd foar him dien! Dan mocht Ruben mei nei hûs al wie er dan ek de âldste. Hy roun sûnder him to bitinken op Simeon ta en wiisde nei him. De soldaten krigen him beet; om syn polzen klikten de boeijen ticht. Mei de holle foardel roun er tusken de soldaten; dizze iene kear hie er neat to sizzen!

De oare moarns bitiid gyngen de oaren fuort. De ezels tôgen machtige sekken mei nôt, dy't de tsjinner fan 'e ûnderkening opladen hie. Der wie bitter forlet fan thús, mar nou koene se der net ienris bliid mear mei wêze. Hoe soe it mei Simeon wêze? Hwat moasten se tsjin heit sizze as hja thús kamen? En hja tochten oan dy oare reis, doe út 'e flakte fan Dothan wei, doe't Jozef net by har wie en hja allegearre nei har heit gien wiene om him to treasten. Dy sûnde dy waerd nou oan har straft! En dat Simeon nou krekt yn 'e finzenis siet, dat wie in teken dat dit fan God wie.

Fuort de earste jouns al, doe't hja de bisten fuorren en ien syn sek iependie, krigen hja in nije skrik: boppe yn 'e sek lei it jild dat hja der foar bitelle hiene. Hja wisten net hwat hja der fan tinke moasten. Mar hja bigriepen mar al to skoan hwat dy Egyptner der fan tinke soe: dat hja ek noch dieven wiene! Dy nacht duorre it lang ear't hja sliepe koene.

Doe't hja thúskamen gyngen se alderearst nei har heite tint en forhellen hwat reis hja hawn hiene. Jakob wie forslein doe't er it hearde. ‘Ik hie it wol tocht’, sei er bitter, ‘dat der hwat komme soe. Jim birôvje my fan bern! Jozef is der net mear en Simeon is der net en nou wolle jim Benjamin ek noch nei Egypte bringe.’

De soannen wisten net hwat hja sizze moasten. ‘Jimme birôvje my fan bern.’ It wie sa, mar noch oars as de âldman

tocht. Hiene se dat mar noait dien, doe mei Jozef! Nou't hja âlder wiene en sels heit, nou like it ûnbigryplik, dat hja doe sa wreed wêze koene. Mar Benjamin, dy moast mei! Hja moasten iten helje en sûnder Benjamin koene se net foar dy man dêrre forskine.

Ruben kaem nei foaren. ‘Heit’, sei er twingend, ‘de jonge moat mei. Jow him my op 'e noed en ik sil him wer by jo thús bringe. En mocht ik him net werombringe - nim dan twa fan myn soannen en deadzje se foar him yn it plak.’

Hy miende hwat er sei, Ruben, mar fansels woe Jakob der net nei dwaen. Hwat soe it him ek jaen dat er twa fan syn bernsbern deade? Dêr krige er Benjamin net mei werom. Drôf skodde er de grize holle. ‘De jonge sil net mei jim reizgje! Syn broer is dea en hy is noch mar allinnich oerbleaun fan syn mem, en as der him in ûnheil oerkaem op 'e wei dy't jim gean sille, dan soene jim myn grize hierren fan hertsear yn it grêf bringe!’

Doe gyngen se, de mannen, elk nei syn eigen tint, mar it wie as smakke it brea har net. Hja moasten iderkear wer om Simeon tinke, Simeon tusken de soldaten, mei de boeijen om...

Gastmiel yn Egypte

AL SLIMMER WAERD DE HONGER yn it Suderlân fan Kanaän en der kaem in tiid dat de foarrie op rekke dy't de bruorren út Egypte helle hiene. It waerd heech tiid dat hja wer op reis gyngen, ek om Simeon dy't al dy wiken yn Egypte yn 'e finzenis siet, mar har heit woe der gjin praet fan hearre. Doe't op it lêst de rantsoenen al lytser waerden en de bern net mear sêd iten krije koene, liet er de tsien soannen komme. ‘Jim moatte der op út gean en keapje ús hwat spize’, sei er. De bruorren skodhollen. Hwat joech nou sok praet? Hy wist wol dat hja net sûnder Benjamin nei dy man ta koene!

Juda naem it wurd; hy spriek rêstich en kalm, mar men koe sjen dat er miende hwat er sei. ‘Dy man yn Egypte hat ús op 'en strangsten oplein dat wy ús jongste broer meinimme moasten; wy kinne him net ûnder de eagen komme sûnder Benjamin: wy soene alle tsien as bispieders deade, of op syn minst as slaven forkocht wurde. En as wy net weromkomme, dan stjerre ús froulju en bern fan 'e honger en hwat wurdt der dan fan Benjamin? Moat dan de hiele famylje ûndergean omdat heit Benjamin net fan hûs fortrout?’

De âldman fielde wol dat Juda gelyk hie, mar noch woe er net tajaen. ‘Hwerom’, sei er bitter, ‘ha jim my dit oandien en fortel dy man dat jim noch in broer thús hawwe? Hwat hoegde dat nou!’

En wer die Juda it wurd foar allegearre. ‘Dy man frege tige nei ús en hwer't wy weikamen en hy sei: Libbet jimme heit noch? Hawwe jim noch in broer thús? Doe hawwe wy it him nei wierheit forteld. Koene wy dan soms tinke dat er sizze soe: Bring jim jongste broer hjirre? En hwerom keart heit ús nou noch langer op? In reis nei Egypte, de karavaen-weì lâns en mei syn tsienen fan jonge, sterke keardels, is dat nou sa nuodlik? Jow my de jonge mei en ik sil op him passe; as ik him net werombring en libben foar jo set, dan sil ik al myn libbensdagen by jo yn 'e skuld stean. Lit ús nou gean, hwant wy hiene al twaris werom wêze kinnen!’

Jakob bûgde de holle; hy doarst net mear tsjin Juda yn to lizzen. ‘As it dan wêze moat’, sei er somber, ‘nim dan in geskink mei foar dy man, jow him fan 'e bêste

fruchten dy't ús lân opjowt: balsem en hunich, swietrokige krûden en mirre, amandels en nuten. En nim dûbeld jild mei, hwant dat jild dat yn 'e sekken siet, dat sil in forsin west hawwe; en nim dan jimme jongste broer mei en meitsje tarissing om nei Egypte ta. En God de Almachtige mei jimme gunst jaen by dy man, dat er jim oare broer en Benjamin mei weromgean lit.' En dêrmei wie it wer oft de moed him bijoech en mei in sucht sei er: 'As ik dan al myn bern misse moat, dan is it net oars!'

De oare moarns al yntiids gyngen se op reis, tsien mânlju mei har ezels. Hja reizgen sa fluch as it koe om't de need sa great wie, mar hoe richter by Egypte, hoe mear't hja der tsjin oanseagen. As hja Benjamin meinamen, dan soe alles goed wêze, hie dy hearsker sein. Nou wie er der dan by, de jongste, mar koe men op it wurd fan

sa'n Egyptner oan? Hja wisten it net en woene it net foar elkoar wêze, mar it hert sloech har red en bang. De jonge Benjamin allinne hie syn moed wol en seach alle nijs op dizze earste, lange reis; hy tocht it soe wol hwat tafalle; hja hiene dy man dochs neat misdien? ‘Wacht mar’, seine de oaren, ‘dû kenst him noch net, mar dû silst it gauwernôch gewaer wurde.’

Yn 'e keningsstêd meldden se har by itselde gebou dêr't hja de earste kear west hiene; de ûnderkening seach har en murk dat Benjamin der by wie. Doe rôp er syn tsjinner en droech him op om har nei syn hûs to bringen en alles ré to meitsjen foar in great gastmiel; alle alve soene se dy deis by him ite.

Troch de strjitten fan 'e keningsstêd rounen se, mannen en ezels, achter de Egyptner oan nei it hûs fan 'e ûnderkening. Hja wisten net hwat hja dêr moasten en tochten al wer it slimste. Soe it om dat jild wêze, dat sulver dat yn 'e sekken lei? Soene se har mei sin yn dat paleis bringe om har dêr to oerrompeljen en har ta slaven to meitsjen?

Hja gyngen nei de tsjinner ta en fortelden him fan it jild en dat hja nou dûbeld by har hiene en dat it net mei sin bard wie. Hy seach har oan en murk hoe bang se wiene. ‘Frede mei jimme wêze’, sei er freonlik; ‘ik haw jimme sulver bard, dat wit ik noch goed. En dat jild yn 'e sekken? Jimme God en jimme heite God hat in skat yn 'e sekken dien! Mar lit ús nou yn it hûs gean, hwant jim moatte hjoed allegearre by myn hear ite.’

‘By him ite?’ fregen se. Hoe wie it mûglik? Koe alles dan mar yn dit wûndere lân? Koe dy hearsker jin de iene kear as misdiedigers yn it tichthús sette en bea er jin de oare kears oan tafel? Hja koene der net by! Mar hwat joech it dat hja der oer praetten en diene? Hy wie net mear lilk, hja wiene gjin bispieders mear - it wie in pak fan har hert! En dat dat nou allegearre om Benjamin wie! Dy jonge die syn namme ear oan: hy brocht gelok. En wylst hja de fuotten wosken yn it wetter dat de tsjinner brocht hie, pleagen se him goedmoedich en laken blier om him. Dy jonge, dat dy sa yn 'e gunst stie by sok in hege hear!

De hiele moarn moasten se noch wachtsje en yn dy tiid kaem Simeon by har. Dy wie al sa bliid, de wiken wiene him lang fallen, al hie er it net sa min hawn. Nou wiene se alle alf wer byinoar. Dit moast har heit ris witte! Hwat soe er ûngerêst wêze oer Benjamin! En djip yn har hert, sûnder dat hja it seine, tochten se oan dy iene, Jozef, dy't net wer komme koe. Hwerom hiene se dat doe dien?...

It wie middei doe't de ûnderkening thús kaem en sadré't hja him seagen bûgden se har nei de ierde en brochten se him it geskink dat har heit foar him ornearre hie. Hy wie tige freonlik, suver as hie er har al jierren kend en hy frege nei har heit, oft dy noch libbe en hoe'n reis hja hawn hiene. Doe seach er Benjamin oan, lang en earnstich en sei: ‘Myn soan, God mei dy genedich wêze.’ Hja hearden dat syn lûd trille. En meiïens draeide er him om en roun de keamer út; achter him sloech de doar ticht.

En yn syn eigen keamer, dêr't gjinien him steure mocht, skriemde Jozef oft syn hert brekke soe, skriemde er fan blydskip om't er Benjamin wer sjoen hie, syn folle broer, om't er nou mei gauwens syn heit wer moetsje soe, om't alles nou goed wurde soe tusken him en de healbroers. Hy gûlde ek om't er nou noch neat sizze koe, om't er noch as in frjemde foar har stie, om't noch altyd dy tolk tusken har en himsels wie, omdat er har noch ienkear bitter leed dwaen moast. It baernde him yn om alles to sizzen, om Benjamin om 'e hals to fallen, mar it mocht net. Noch net. Hy moast earst

goed witte oft hja Benjamin haten lyk as destiids himsels; hy woe har noch ien kear bang meitsje om to sjen, oft hja yn 'e need ek foar har jongste broer opkamen.

Doe't er wer by har kaem, yn 'e ytseal, seagen se it him net mear oan dat er gûld hie. Hy gyng mei har nei in greate tafel en wiisde harren sels it plak. Oan 'e ein fan 'e tafel kaem Ruben, de âldste; dêrnjonken kaem Simeon to sitten, doe Levi, doe Juda... De bruorren seagen forheard fan 'e iene op 'e oare. Trof it sa, dat er krekt de fjouwer âldsten earst neam? Mar doe't er Dan en Naftali plak joech nei Juda, en njonken harren Gad en Aser sette en dêrnêst Issaskar en Sébulon, doe wisten se dat it gjin tafal wie. Wist er dan alles, dy hege Egyptner? Wist er fan alle alve de âlderdom?

En dêrnei bigoun it miel. By dizze goede spizen en by dizze keningswyn forgeaten se alle soargen en alle slimme fragen en hja ieten sa't hja noch noait iten hiene. De ûnderkening siet apart, lyk as it in hearsker foeget en syn gefolch hie ek in eigen tafel, hwant it past net foar Egyptners om mei frjemd folk oan tafel to iten en binammen mei féhoeders net. De messen, dêr't hja har fleis mei snijden, dy alve frjemde mânlju, dêr hiene se thús faeks mei slachte, en dat wie in grouwel yn Egypte, dêr't in kou in hillich dier is!

Dat sadwaende sieten de bruorren alhiel apart en nimmen seach har op 'e fingers. Allinne út-en-troch kaem in slaef en sette njonken har beker in steapel brea en sei: ‘Dit komt fan myn hear de ûnderkening!’ Dan bûgden se wer en sprieken wurden fan tank, hwant it wie in greate eare dy't har oandien waerd. En net ien waerd oerslein, mar doe't it oan Benjamin ta wie, brochten se dy fiif steapels! Hy hie der suver in kleur fan, dy jonge, en de oaren knikten en wiisden nei dy ûnbidige steapel iten en laken fan klearebare blidens dat dy Egyptner sa wiis wie mei har broer.

En wilens, iensum oan syn keninklike tafel, siet Jozef en hie gjin each fan har ôf; hy hie alles jaen wollen as er nou tusken har yn sitte mocht, de earm om Benjamin hinne, in broer by de oare bruorren. Hy suchte en wist dat it noait wer sa wurde soe! Hy wie har broer, mar hy wie ek de hearsker fan Egypte en noait koe it wer wurde as doe yn Sichem en noait soe er wer mei har swalkje oer de heuvels by Hebron. Syn heit soe komme en yn Egypte wenjen, mar hy soe him mar inkeld mear sjen en noait, noait soe er wer wurde hwat er ienris west hie: heite jonge. Foarby... foar altyd foarby! Mar hy mocht net ûntankber wêze. God hie it goed mei him makke en wie it dan gjin great ding dat er syn heit en de bruorren en al syn folk fan 'e honger rêdde mocht? Hy hearde bliid to wêzen, oer alle mjitten bliid. Moarn soe er har foar it lêst hifkje, noch ien kear soe er Benjamin fortriet dwaen moatte en dan, dan waerd alles goed!

Deselde jouns, nei it blide gastmiel, joech er syn tsjinner bistel: ‘Meitsje de sekken fan dy mannen fol en liz yn elke sek it dûbeld jild dat hja bitelle hawwe en stapje ûnder yn 'e jongste syn sek de sulveren drinkenstsjelk dy't ik altyd brûk.’

‘*Ik bin Jozef*’

DE OARE MOARNS, DE SINNE WIE noch mar amper boppe de kym, wiene se al op reis en bûten de keningsstêd. Achter har wie de grize muorre en de wite huzen fan 'e stêd, foar har lei de lange, rjochte wei en de wide brune steppe. In lange reis hiene se foar de boech en gleon waerd aenstouns de sinne, mar hwat hindere in bytsje ûngemak by sok in greate blydskip? Hja gyngen nei hûs en Simeon en Benjamin wiene beide by har en alle noed en soarch wie oer! En flugger dreauwen se de stadige ezels ûnder de machtige, skodzjende sekken. As har heit har nou sa ris sjen koe...

En doe seagen se om. Achter har, yn in wolk fan stof, draefde in flugge kamiel en de ruter, yn syn wide wapperjende mantel, hie de hân omheech en wonk en rôp. Forheard bleauwen se stean. Doe't er njonken har stilhâldde en fan 'e kamiel ôfsprong, dy frjemde ruter, doe koene se him ynienen wer. It wie de tsjinner fan 'e ûnderkening en syn gesicht stie stroef en syn donkere eagen stieken. Op 'e nij sloech har de skrik om it hert.

Hy spriek har oan, forwitend, hymjend fan 'e wylde rit. ‘Hwerom hawwe jim dit dien en leanje goed mei kwea? Hat myn hear net goed oer jim west, dat er jim spize biskikte foar de honger fan jim folk en hat er jim net noege oan syn tafel? Hoe koene jim dan hinnegean en nim de sulveren tsjelk mei dêr't er út drinkt en wierseit?’

It bloed fleach har nei de wangen by sok in biskuldiging. Dat wie noch nea earder bard, dat immen de soannen fan Jakob foar dieven útmakke hie en as hja thús west hiene, yn Kanaän, dan hiene se it der sa net by sitte litten! Mar hjir yn it frjemde lân wiene se yn 'e macht fan dy man en moasten se har skikke. Dat hja hâldden har grime yn en, foar it úterlik rêstich, seine se: ‘Hoe kin myn hear sokke wur-

den sizze? Sjoch, it jild dat wy yn 'e sekken founen ha wy wer werombrocht, dat hoe soene wy dan út it hûs fan jins hear goud of sulver stelle? Sjoch ús sekken nei en by hwa't de tsjelk foun wurdt, dy meije jo deadzje en wy allegearre, wy sille jo ta slaven wêze.'

De Egyptner skodholle. 'De sekken sil ik neisjen, mar allinne de dief, yn hwaens sek ik de tsjelk fyn, sil myn slaef wêze en alle oaren binne ûnskuldich.'

Swijend gyngen se nei de ezels en gaspen de sekken los; doe gyngen se njonken inoar stean, elk mei de greate sek foar him, Ruben, de âldste earst en sa fierder oan 'e jongste ta. Ruben wie de earste dy't syn sek losmakke en meiïens forskeat er fan kleur: boppe-yn lei it sulverjild dat er juster al bitelle hie! Hy woe it útlizze en stammere der yn om, mar de tsjinner loek ûnforskillich oan 'e skouders. 'Dat bytsje jild, dat is de muoite net!' Doe smiet er linich de wide mantel út en bigoun de sekken nei to sjen. Djip stiek er de brune earm yn it nôt en alle sekken fielde er nei, de iene nei de oare. Doe't er se allegearre hawn hie op Benjamin nei, stieken de bruorren de holle omheech. Yn 'e sek fan 'e jongste soe er gjin drinkenstsjelk fine, al die er noch sa syn bêst, dy frjemde snuiter. Benjamin, dy hoegde net to stellen, dy koe thús ommers alles krije dat syn hert bigearde!

En dêrmei sprong er rjocht oerein, de tsjinner, en stiek de earm omheech: yn syn brune fûst hie er de sulveren tsjelk. 'Hwat haw ik jim sein?' frege er, lûd en daegjend. 'Dit is de tsjelk dêr't myn hear de ûnderkening alle dagen út drinkt!' Mei greate, bange eagen seagen se nei him. Mar dit koe ommers net, dit wie net mûglik! Benjamin wie gjin dief. En sa't er dêr stie, de jonge, sa wyt en fan 'e wize, gyng it har troch alles hinne. En doe sprieken se op him yn, allegearre trochinoar, lûd en forheftich. De jonge wie ûnskuldich, dat moast er dochs leauwe en hwat soe er mei sa'n drinkenstsjelk dwaen? Dy man dy't it jild yn alle sekken dien hie, dy soe hjir ek wol mear fan witte. It wie better dat er dêr ûndersyk nei die. Mar Benjamin, dy wie sa earlik as goud.

De Egyptner stiek de hân op en allegearre waerden se stil. 'Ik hâld jimme oan jim wurd', sei er koel: 'de tsjelk fan myn hear is foun yn 'e jongste syn sek, dat him nim ik mei en al de oaren meije har wegen gean en bring it nôt oan har folk yn Kanaän.' Hja seagen fan 'e iene op 'e oare. Hwat joech it dat hja der tsjin ynleine? Hy soe har dochs net leauwe en de skyn wie tsjin har. En dat it nou krekt de jongste treffe moast, Benjamin, dêr't har âlde heit sa oan hong! Hoe koene se him oait wer ûnder de eagen komme, sûnder dat de jonge der by wie? En yn har wanhoop skuorden se de mantel stikken en bigounen de ezels op to laden. 'Wy geane allegearre mei werom', seine se, 'wy litte him net allinne.' De Egyptner knikte. 'Jim kinne gean dêr't jim sels wolle!'

Sa trieken se de poarte troch, de keningsstêd yn, dêr't se de moarns sa moedich úttein wiene. In drôve optocht wie it, tsien stadige ezels mei de sek dwers oer de rêch, tsien mannen mei to-skuorde mantels en foar har út, nêst Benjamin en syn ezel, de Egyptner heech op syn kamiel. De bruorren hiene gjin moed mear. Allinne ien ding wisten se: noait, noait lieten se de jonge yn 'e steek...

En wilens, yn syn heech paleis, wachte Jozef. Hoe soe it komme? Soene se nou Benjamin yn slavernij gean litte en sels nei hûs reizgje en tsjin har heit sizze dat ek de twadde soan fan Rachel net wer thúskomme soe? Of soene se yn dizze greate need foar har broer opkomme en by him bliuwe? Soe nou aenstouns syn tsjinner

komme mei Benjamin allinne, of kamen se alle alve? Hy hope it lêste en, djip yn syn hert, rekkene er der op. Juster hie er sjoen hoe wiis hja mei de jonge wiene, mar fansels, dat wie oan it miel, by brea en wyn. Nou hjoed, nou kaem it der op oan... It waerd al letter; hja hiene der al wêze moatten.

En dêrmei gyng de doar iepen en kaem syn tsjinner op him ta. ‘Ik haw dien hwat Jo my opdroegen hawwe, de jongste broer haw ik meinommen, mar de oaren binne mei him kommen, alle tsien en freegje démoedich oft jo har hearre wolle?’

‘It is goed; ik kom’, sei er, mar syn hert bounze fan greate blidens. Dan wiene se wol foroare, dat hja dit foar de jonge oer hiene? Hy wie binijd, hwat hja sizze soene en sa lang makke er him net bikend.

Fluch roun er nei har ta yn 'e greate seal

dêr't hja op him wachten. Sadré't hja him seagen foelen se oer de groun. Hy twong himself om strang to sjen en wonk har omheech. ‘Hwat is dit foar in ding, dat jim dien hawwe? Witte jim dan net dat in man as ik forburgen dingen waernim? Ik wist dat de tsjelk yn ien fan jimme sekken wêze moast!’

It wie Juda, dy't nei foaren kaem en foar syn broer it wurd die. Hy wie bleek, mar bang wie er net en hy stie dêr rjocht en moedich; in ienfâldich man wie er, in féhoeder út it Suderlân fan Kanaän en net wend to sprekken foar sok in machtich hearsker, mar hy frege neat foar himsels en hwat er to sizzen hie kaem rjocht út it hert.

‘Hwat sille wy sprekke en hoe sille wy ús rjochtfeardigje? Wy witte net hoe't dy tsjelk yn 'e sek fan ús jongste broer kommen is; it komt der ek net op oan. Wy hawwe, lang lyn, in great kwea dien en nou hjoed hat God ús ûngerjochtichheit foun: sjoch, wy binne ré om jins slaven to wurden, wy allegearre, hwant wy hawwe it fortsjinne.’

De tolk brocht de wurden fan Juda oer en de ûnderkening antwurde: ‘Dat kin ik net dwaen; strang binne yn dit lân de wetten, mar ik straf allinne dy't skuldich is! De man by hwa't de tsjelk foun is, dy sil myn slaef wêze; jimme lykwols, gean yn frede nei jim heit.’

En wer kaem Juda nei foaren. Nou stie er flak foar dy hege hear en seach him rjocht yn 'e eagen; hy forgeat dat der in tolk tusken har wie, hy tocht mar allinne oan hwat er to sizzen hie. ‘Och myn hear, lit jins tsjinstfeint dochs noch in wurd sprekke foar jins earen, en lit jins grime net oplôgje; hwant jo binne de Farao gelyk. Myn hear frege ús de earste kear oft wy noch in heit of in broer hiene en wy seine: der is noch in broer en hy is in soan fan 'e âlderdom, de jongste, en syn broer libbet net mear en fan syn mem is hy allinnich oer en ús âlde heit hat him leaf en hinget oan him. Doe seine jo tsjin ús, bring my dy jongste broer hjirre, dat ik myn each op him slaen mei. En wy antwurden myn hear: De jonge kin net by syn heit wei; as er by de âldman weigiet, sil heit stjerre, mar jo seine: As er net meikomt sille jimme myn antlit net wer sjen! En it is bard, doe't it iten op wie, dat wy helle hiene, dat wy tarissing makken om nei Egypte to gean en doe't wy seine: Jow ús de jongste soan mei doe sei ús heit: Myn frou hat my twa soannen berne en de iene is by my weigien en ik haw him net wer sjoen, hwant in wyld bist hat him forskuord; as jimme dizze nou ek noch weinimme en der kaem him hwat oer ûnderweis, dan soene jim myn grize hierren fan hertsear yn it grêf bringe. Doe bin ik boarch wurden foar de jonge by ús heit en ik haw sein: As ik him net werombring en hjir foar heit set, dan sil ik alle dagen tsjin heit sûndige hawwe. Nou dan, lit my dochs foar de jonge yn it plak de slaef fan myn hear wurde en lit de jonge weromgean mei syn bruorren, hwant ik soe it leed net oansjen kinne, dat oer ús heit komme soe.’

It waerd stil yn 'e wide seal. It wachtsjen wie op 'e ûnderkening. Hwat soe it wurde, ja of né? Frijdom foar Benjamin of slavernij? Doe seagen se hoe't it gesicht fan 'e hearsker foroare, hoe't it luts om syn mûle, as by ien dy't skrieme moat. Hy rôp hwat yn syn eigen tael, dat de bruorren net forstiene en fuort ynienen joegen alle Egypners har oerein en rounen de doar út. Hja fielden dat der nou hwat bysûnders barre moast, hwat greats, mar hja koene net riede hwat. En doe ynienen barstte de ûnderkening út fan gûlen, lûd en forheftich skriemde er, as ien dy't him lang ynhâlden hat en it nou net mear forkropje kin. En boppe it lûd fan syn gûlen út, hearden se him roppen: ‘Ik bin Jozef... Ik bin Jozef... Is it wier dat ús heit noch libbet?’

As de wearljocht ynslein wie, flak foar har fuotten, dan hiene se net kjeller wurde kinnen, de alve soannen fan Jakob. Hja woene hwat sizze, hwat freegje, mar hja koene gjin lûd jaen; mei greate, forhearde eagen stiene se to sjen. En doe hie Jozef himsels wer yn 'e macht en koe er wer prate. ‘Ik bin Jozef, jimme broer, dy't jim forkocht hawwe nei Egypte. Mar jim hoege net bang to wêzen dat jim my dat oandien hawwe, hwant ik wit nou dat God it sa biskikt hat. Jim hawwe der kwea oan dien, mar God hat my gunst biwiizge, mei my hjirhinne to stjûren om jim yn it libben to hâlden. Hwant dit is it twadde jier fan 'e honger, mar der komme noch fiif sokke jierren, dat der gjin ploegjen noch

rispjen wêze sil. Meitsje dan oan en gean werom nei Kanaän en siz tsjin ús heit dat ik libje en forhelje him al myn hearlikheit en siz dat er nei Egypte forhúzje moat, hy en syn soannen en de bern fan syn soannen en syn skiep en syn kij en alles dat er hat, en dat ik him ûnderhâlde sil yn 'e jierren dy't komme. En stean dêr dochs net langer to sjen, mar leau dat ik Jozef bin en dat myn mûle ta jim sprekt.' En dêrmei foel er har om 'e hals. Benjamin earst en doe de oaren en patte har en lake en skriemde en dêrnei sieten se rêstich byinoar en fortelden elkoar hwat der bard wie yn de jierren dat hja byinoar wei west hiene. Doe leauden se it dan en wiene bliid, mar djip yn har hert wie noch altyd de freze dat Jozef har straffe soe en wraek nimme oer hwat hja him oandien hiene. Sa gau as it mei mûglikheit koe gyngen se de weromreis oan; wer droegen de ezels de sekken, mar nou wiene der weinen by, dy't de Farao har meijown hie en ezels dy't geskinken droegen en spize foar de greate reis. En nou droegen se net mear to-skuorde bûnte mantels, mar Jozef hie har nije klean jown, feestlik en wyt en fan it djûrste linnen. Allinne Benjamin hie fiif stel klean krige en dêr oer hinne noch trije hûndert sikkels sulver en net ien fan 'e oaren hie der hwat fan sein.

Doe't hja, dagen en dagen letter, yn 'e delling fan Hebron kamen, rounen de tinten leech en hellen de froulju en de bern har op. Nou wie de tiid fan heukerjen en earmoedzjen oer, nou wie der wer to iten en Simeon wie der wer en Benjamin. Mar hwat bitsjutten al dy weinen, dy oksen en dy ezels? It wiene allegearre fragen, mar de mannen seine neat: earst moast har heit it witte, it haed fan 'e famylje; earst moasten se fortelle hwat hja mei Jozef dien hiene, dy deis to Dothan, earst moast dy âlde skuld út 'e wei en dan wie it tiid om oan wiif en bern to tinken. It soe har net maklik falle dy âlde sûnde to biliden, it wie sa lang al lyn, en hoe langer soks duorre hat, hoe minder men der oer gear komme kin.

Hja hiene der ûnderweis al oer praet hoe't hja it sizze soene, foarsichtich dat de âldman net kjel wurde soe. Mar doe't hja by him stiene yn 'e tint, forgeaten se alles en rôpen it him to-mjitte: 'Jozef libbet en hy is dy hearsker yn Egyptelân!'

Hja seagen oan syn eagen dat er it net leaude. 'Bern', sei er drôvich, 'jim moatte sa net. Siz net sokke dingen, hwant dan komt al dat âld fortriet wer by my boppe...'

'Mar heit', seine se, 'it is wier, Jozef libbet!' En hja fortelden alles hwat der bard wie en doe't er alles wist en doe't er de ezels sjoen hie en de weinen dy't Jozef meijown hie, ja doe einlings leaude Jakob. It wie oft syn drôve eagen opljochten en oft syn âld, forklomme hert wer jeuchlik waerd. 'It is genôch, o God fan myn âffears; myn soan Jozef libbet noch en ik sil gean en him sjen, ear't ik stjer.' Doe wisten se earst, de tsien soannen, hwat se har heit oandien hiene...

It lân fan 'e frjemdlingskip

IT WIE IN BLIDE DEI FOAR JAKOB, doe't alles klear wie en de reis nei Egypte oangean koe, it wie tagelyk ek in swier stik om út Kanaän to forfarren, it lân dat God him tasein hie en dat er noait wer sjen soe, it lân dêr't syn âffears bigroeven leine en dêr't Rachel en Léa rêstten. Dat, foar't er de grinzen oer triek, de Sudersteppe yn, sloech er de tinten op to Ber-Seba en dêr, op it plak dêr't syn heit lang wenne hie, rjochte er in alter op en brocht offers. Dy nachts forskynde de Heare sels oan him en sei dat er gerêst nei Egypte gean mocht, dat er krekt yn dat lân ta in machtich folk wurde

soe. En ienris, lange, lange jierren letter dan soe dat folk-fan-Jakob wer optsjen út it lân fan 'e frjemdlingskip en yngean yn it biloofde lân.

Nei dat godlik wurd wie Jakob alhiel gerêst; nou koe er alles oerjaen, alle noed en soarch foar de takomst, en hoegde er allinne mar mear to tinken oen dat iene: dat Jozef libbe en dat er him nou gau sjen soe. Hwat hindere it, dat de reis nei Egypte lang wie en swier, to swier hast foar in man fan syn jierren op in skokkende wein oer de hultrige wegen, hwat lette it dat de sinne baernde en dat der bytiden hast gjin

wetter wie foar it fé - hy gyng nei Jozef en by dy freugde foel al it oare wei.

Hy liet Juda foarút gean om to sizzen, dat de karavaen der oan kaem en om to freegjen hwer't hja krekt wêze moasten, en dalik liet Jozef syn wein ynslaen en ried nei de provinsje Gosen, in streek dy't gaedlik wie foar fé en dy't er fuort al foar syn folk ornearre hie. Hy ried sa fluch as de hynders drave koene, hwant it baernde him yn om syn heit to moetsjen. Doe't er tichte by de karavaen wie, liet er stilhâlde en roun op syn heit ta: it soe gjin pas jaen en moetsje syn âlde heit steande, heech yn 'e bak fan 'e wein. Hwant hy mocht dan in great man wêze yn Egypte, de earste nei de Farao, hjoed wie er oars neat as de soan fan Jakob, in jonge dy't bliid op syn heit tarint. Mar ek de âlde man sels wie fan 'e wein ôfklommen en sa, tusken de weinen metten se elkoar. Lang stiene se der, de earmen stiif ominoar hinne; de soldaten en froulju mochten it sjen hoe't se skriemden, wang oan wang. Doe't Jakob wer wurden foun sei er: ‘Lit my nou stjerre, nou't ik dyn antlit sjoen haw, datstû jitte libbest.’ En doe klommen se yn 'e wein, beide yn 'e selde en sa, deun nêst elkoar, rieden se fierder Egypte yn. En om har hinne, foar en achter, wiene de weinen fan Egypte en njonken har, mei flikkerjende spearen, de ruters fan de Farao en de gloarje fan 'e ûnderkening striele ôf op Jakob, de féhoeder út it Suderlân. It wie suver to folle blidens foar ien âld hert. As Rachel dit noch ris sjoen hie...

Doe't hja yn 'e provinsje Gosen huzen hiene en ta rêst kommen wiene naem Jozef op in kear syn heit mei nei de Farao. Net dat de âldman folle telde foar de gunst en gloarje fan keningen, mar hy woe graech de man ris sjen dy't syn soan út 'e finzenis roppen hie ta syn heech amt. Hy wie ek net forlegen yn 'e wide keningsseal, foar de hege keningstroan; hoe soe er ek bang by in kening wêze, hy dy't wraksele hie mei de libbene God?

Hja praetten lang to-gearre en de Farao fielde dat dizze âlde féhoeder út Hebron boppe him stie yn wiisheit en ûnderfining. Doe't er frege hoe âld Jakob wol wie, antwurde dy: ‘De dagen fan 'e jierren fan myn frjemdlingskippen binne hûndert en tritich jier; koart en kwea hawwe de dagen fan myn libben west, en hja binne net ta kommen oan 'e dagen fan 'e libbensjierren fan myn âffears, yn de dagen fan har frjemdlingskippen.’ De kening foun it frjemd: hy foun it libben in feest op in rike, bloeijende ierde en dizze âldman spriek oer it libben as in frjemdlingskip! Hy, de kening, wie bang foar de dea en it neare, tsjustere grêf, en dizze man seach út nei de dea as in swalker nei it feilich honk. Mar doe't Jakob fan syn libben forteld hie, fan alle leed en tsjinslach, fan dy breidsnacht yn Haran, fan de dea fan Rachel, fan al dy jierren dat er Jozef mist hie, en boppeal doe't er forteld hie fan God dy't him forskynd wie en dy't mei Abraham omgyng as in man mei syn freon, ja doe bigriep er Jakob better. En oan 'e ein fan har petear skamme er him net om fan 'e troan to kommen en op syn swarte lokken lei Jakob de hannen en seinge him. Doe naem er ôfskie en sette him nei wenjen yn Gosen.

De fiif hongerjierren kamen en gyngen foarby en hiele Egypte kocht spize fan Jozef, de earste pear jier foar jild en doe't dat op wie foar har fé en op it lêst forkochten se har lichem en har lân, dat hja allegearre de slaven waerden fan 'e Farao. To-nei moasten se it lân fan 'e kening hiere en elk jier brochten se in fyftepart fan 'e fruchten oan it Ryk op. Mar de famylje fan Jozef hoegde neat to biteljen en waerd ryk en de keppels dijden.

Noch sawntjin jier hat Jakob yn Egypte libbe en oan 'e ein doe't er minder waerd liet er Jozef roppe en sei: ‘Biwiis my in gunst en as ik stjer, bigraef my dan net yn dit frjemde lân, mar liz my dan yn'e grot fan Machpéla, yn it lân fan Gods belofte. Dêr wol ik rêste by myn âlden, by Abraham en Sara, by Léa, myn frou. Swar my dochs, datstû dat dwaen silst.’

It wie gjin lyts ding dat Jakob frege, mar Jozef biloofde it him yn des Heare namme. Hy hie de triennen yn 'e eagen, mar Jakob glimke en bûgde de holle en tanke God dat him ek dizze lêste winsk op ierde noch barre mocht.

It lân fan 'e rêst

IT WIE NET LANG NEI DY TIID DAT se Jozef oanseine: ‘Sjoch, jimme heit is siik en sil it wol net lang mear meitsje.’ Hy naem daliks syn beide soannen, Manasse en Efraïm, mei en reizge nei de provinsje Gosen.

Hja founen de âlde man op syn divan-bêd, mar hy siet noch oerein mei de fuotten by it bêd del en syn lûd wie noch klear en syn geast noch helder. Hy bigoun daliks oer Jozef syn soannen: ‘De Almachtige hat my seinge, to Loez yn it lân Kanaän en Hy hat tsjin my sein: Ik sil dy ta in mannichte folken stelle en Ik sil dyn bern dit lân ta in ivige bisitting jaen; nou dan, Manasse en Efraïm sil ik oannimme as myn eigen bern en hja sille mei Ruben en de oaren gelyk op diele, letter, as it lân forparte wurdt.’

Doe naem er de beide soannen yn 'e earmen en patte se en dêrmei heve er de hannen op en woe se seingje. Jozef seach lykwols dat er de earmen krúslings hie en dat er de rjochterhân lei op 'e holle fan 'e jongste, fan Efraïm en om't er wist dat syn heit hast neat mear sjen koe, naem er him by de pols om de hannen to forlizzen. Jakob skodholle.. ‘Ik wit it wol’, sei er, ‘Manasse sil ek great wurde en God sil him seingje, mar de jongste broer sil greater wêze as hy.’

Jozef lei der net tsjin yn; hy bigriep dat dizze âlde man, swak en siik dat er wie en mei de iene foet al yn it grêf, profeet wie en dat alles komme soe sa't hy it sei. Stil en earbiedich harke er nei de seine oer syn bern: ‘De God dy't my weide hat fan myn berte ôf oan't hjoed-de-dei ta, de Ingel dy't my forlost hat út alle need, dy mei dizze jonges seingje en har oermjitte formannichfâldigje yn dit lân.’

Jozef wie tige bliid mei dizze seine: it bitsjutte dat syn neiteam in dûbeld diel hawwe soe fan 'e erfenis, dat hy, de âldste soan fan Rachel, it rjocht fan 'e earste berte krige. Lange jierren lyn, dat wist er, hie der bittere striid oer west yn 'e tint fan Izaäk: nou, nei alles dat der bard wie, soene de bruoren der net lilk om wêze.

Dyselde deis noch, de lêste fan syn libben, liet Jakob ek de oare soannen komme om har to seingjen foar syn dea. Fol spanning wachten se foar hwa't de greate seine wêze soe en de bilofte fan God. En noch ienkear wie it oft alle swakkens en wurgens by har heit weifoel, oft syn âlde eagen yn fiere fierten seagen en hy spriek, dúdlik, dat hja it allegearre forstean koene.

By Ruben bigoun er en sa gyng er de rige bylâns oan Benjamin ta en elk krige in wurd dat by him paste. Mar net de trije âldsten krigen de seine en de biloften fan God; dy wie foar Juda, de fjirde soan. ‘Juda, dû bist it, dy sille de bruorren loovje; foar dy sille dyn heite soannen har bûge... De skepter sil fan Juda net wike, noch de hearskersstêf tusken syn fuotten wei, oant Silo komt en him sille de folken hearrich wêze.’

Ek Jozef krige in hearlike seine, de langste fan allegearre, in profesij fan wielde en rykdom oan lân en fé en bern, mar oan dy fan Juda kaem ek hy net ta. Net ien fan al dy soannen wist hoe't it krekt wêze soe, mar dit bigriepen se al, dat út Juda keningen fuortkomme soene en dat Ien út syn geslacht hearliker wêze soe as alle minskene keningen. Hja wisten noch net dat dy iene Gods Soan wêze soe, dyselde dy't wraksele hie mei Jakob en dy't forskynd wie oan Abraham, mar hja wisten al dat God oan alle folken syn heil jaen soe en dat it heil út Juda wêze soe.

Doe't Jakob alle soannen seinge hie wie er wurch; hja seagen hoe't er al swakker waerd, mar noch ien ding woe er sizze. ‘Ik wurd forgearre ta myn folk, bigraef my

yn 'e spelonk fan Machpéla, deselde dy't Abraham kocht hat fan Heths soannen ta in erflik grêf. Dêr hawwe se Abraham bigroeven en syn frou Sara, dêr rêste Izaäk en Rebekka en Léa, myn frou.'

Syn lûd stoar stadich wei en hja seagen dat it net lang mear duorje koe. Mar noch hie er de krêft om de fuotten op to lûken en út to strekken op it bêd; doe liet er him efteroer en joech er him ta de lêste sliep. Hja murken it mar amper, dat de lêste siken der útgyng, sa rêstich stoar er...

Allegearre skriemden se, mar Jozef liet him falle oer it bêd en patte it kâlde, deade antlit. Doe't er ta himsels kaem moast er fuort; der moast noch fan alles dien wurde foar de bigraffenis. It lyk moast balseme wurde foar de fiere reis en Jozef moast der oer prate mei de dokters en fansels

moast er de Farao freegje oft er syn heit bigrave mocht yn Kanaän. De kening makke gjin biswier, mar om de iene of oare reden lei er har op de omwei to meitsjen troch Seïr, om 'e Deade Sé hinne.

It duorre fjirtich dagen ear't de dokters klear wiene mei har freeslik wurk; doe folgen der noch sawntich dagen fan rou en doe earst koe de deade Jakob de reis oangean nei it grêf fan 'e âffears. As it de Farao sels west hie, dan hie it net steatliker ta gean kinnen. Hwant net allinne de soannen fan Jakob en syn hiele folk teagen mei, mar ek de heechste tsjinners fan 'e Farao en in leger mei weinen en ruters.

In pear wike duorre de reis, doe sloegen se de tinten op, net fier fan 'e Jordaen, op in plak dat Goren-ha-atad, ‘Terskfliertusken-de-toarnehage’, hiet en hâldden dêr noch in wike rou. Dêrnei trieken de toalve bruorren, út it tinte-kamp wei, oer de Jordaen en droegen har forstoarne heit op nei de grot fan Machpéla, dy't by Hebron is. Sa kaem Jakob, de soan fan Izaäk, de soan fan Abraham, werom út it lân fan 'e frjemdlingskip nei it lân fan 'e rêst. Mar hwat de bruorren earbiedich droegen it lange, lange ein, fan Gorenha-atad nei it grêf by Hebron, dat wie oars net as it deade lichem - de siele fan Jakob wie by God yn it wiere Kanaän-fan-'e rêst: de himel.

De toalve bruorren trieken werom nei Egypte. Earst wiene Ruben en de oaren noch bang dat Jozef nou noch wraek nimme soe, nou't har heit der net mear wie, mar hy sei jitris dat er yn it minst net lilk wie en dat hja sokke dingen net fan him tinke mochten. Hja libben noch lang en yn frede yn Egypte en seagen har bern en bernsbern great.

Jozef stoar doe't er hûndert en tsien jier âld wie en syn balseme lyk waerd mei greate staesje bigroeven yn in Egyptysk grêf. Hy hie sa lang in hearsker west yn it lân fan Egypte en hy hie safolle goeds oan 'e Egyptners dien, dat it koe net oars, hy moast ek nei syn dea rêste tusken in tankber folk yn ien fan 'e keningsgrêven. Mar foar't er stoar hie er de bruorren oplein dat har bern letter syn deade lichem meinimme moasten nei it lân fan Kanaan. Hwant hy wist dat er dochs, as it der op oan kaem, net by Egypte hearde, mar by dat needrich folk fan fé-hoeders yn 'e provinsje Gosen. En hy leaude fêst dat yn letter dagen dat folk optsjen soe út Egypte nei it biloofde lân. God sels hie it sein en hwat Hy taseit dat komt op Syn tiid.

De fordrukking

DER WIENE GÂNS JIERREN FOAR-by gien sûnt Jozef stoarn wie en bigroeven yn it lân fan Egypte en der wie hiel hwat foroare yn dy tiid. De lytse famylje fan Jakob, noch gjin sawntich sielen, destiids sa gastfrij troch de Farao ynhelle, wie útgroeid ta in machtich folk en woun noch altyd hurd oan. Mar nou wie der gjin kening dy't har de hân boppe de holle hâldde en har noege yn syn hûs; op 'e troan fan Egypte siet nou in Farao, dy't Jozef net kend hie en dy't in hekel hie oan alle frjemde stammen yn syn ryk en yn it bysûnder oan it folk fan Israël.

Hy wie in echte Egyptner, dizze Farao, hiel oars as de keningen út 'e tiid fan Jozef, dy't fan bûten ynkommen wiene en dy't nou it lân útdreaun wiene. Dit nije keningshûs woe Egypte great meitsje en sterk, it woe oare folken bitwinge en syn soldaten nei fiere lannen stjûre en dêrom koene se gjin frjemde folken binnen de grinzen hawwe. It soe ommers wêze kinne, as de fijân oan 'e grinzen stie, dat dit folk fan 'e Hébreën nei de fijân oerroun en sa Egypte de ûndergong die. De kening fortroude it net langer,

dat dat frjemde folk yn syn ryk wenne en al mar dijde en dijde, in ûnwaer dat opsetten kaem. Der moast hwat oan dien wurde, nedich, en mei syn riedslju makke er in plan om it folk fan God der ûnder to krijen.

Der waerd in wet ôfkundige dat it folk fan Israël oproppen wurde koe om heare-tsjinst to dwaen, dat bitsjutte dat de mânlju opkomme moasten om foar de kening to arbeidzjen. Der wie wurk genôch yn Egypte: op it lân en by de rivier om stiennen to bakken en oars wol oan 'e grins dêr't twa stêdden boud waerden. De kening hope dat, as it wurk mar swier genôch wie en de dagen lang, gâns mânlju siik wurde soene

en stjerre en dat hja yn elk gefal gjin moed mear hawwe soene om tsjin 'e kening op to stean en de fijân to helpen.

Dat alle geduerigen waerden de mânlju oproppen en moannen en moannen bleauwen se wei, sa lang, dat har eigen lân thús syn gerak net krige en de froulju foar it fé soargje moasten. Dat duorre jierren en jierren sa en de wetten waerden aloan stranger en de arbeidstsjinst al hurder en swierder. Elke nije kening dy't op 'e troan kaem lei it folk swierder lêsten op, mar hoe swier it ek waerd, it folk fan Israël woechs noch altyd oan; it like wol oft it ûnder de fordrukking noch hurder groeide. Al lang wennen se net mear yn Gosen allinne, mar troch hiele Egyptelân en sels yn 'e keningsstêd en de kening walge fan dat frjemde folk mei har opsichtige bûnte mantels en har swiere burden. En hoe mear't it folk oanwoechs, nammersto fûlder waerd syn haet.

As er wiis west hie, dy kening, dan hie er bigripe moatten, dat er it folk der noait ûnder krije koe, dat it ûnder de biskerming stie fan in machtich God en dat it dêrom allinne groeije koe tsjin 'e fordrukking yn. Mar dat woe de Farao krekt net leauwe! De God fan dat slave-folk koe net sterker wêze as de goaden fan Egypte. Hy soè dat folk der ûnder bringe, as it sa net koe mei dy swiere heare-tsjinsten, dan wist er wol oare middels...

Hy liet de beide goedfrouwen komme, dy't holpen as der in berntsje to wrâld kaem en hy droech har op om goed ta to sjen oft it in jonkje wie of in famke; de famkes mochten se yn it libben hâlde, mar alle jonges moasten se to-mûk deadzje. De goedfrouwen hearden it wreed bifel en gyngen hinne en... lieten de jonkjes libje; hja koene it net oer har hert krije dy lytse, ûnskuldige berntjes to formoardzjen; dan moast de wrede kening har mar straffe. Mar doe't de kening it to witten kaem en har ta forantwurding rôp, makken se der har ôf en straf krigen se net: ynpleats seinge de Heare har en biskerme se.

Mar noch joech de Farao syn plannen net oer; as it dan net to-mûk koe, dan mar iepen en bleat. Hy liet in wet meitsje dat de jonkjes fan 'e Israëliten, fuort as se berne wiene, fordronken wurde moasten yn 'e rivier. In deadlike skrik foel oer it fordrukte folk; hja koene earst hast net leauwe dat it wier wie, mar de tsjinners fan 'e kening krongen yn 'e huzen en namen de jonkjes mei en smieten se yn it wide wetter. De memmen jammeren en de heiten rôllen de fûsten op, mar hwat koene se bigjinne tsjin soldaten mei spear en swurd? It like wol dat dit de ein waerd fan it folk fan Jakob. As dizze freeslike wet der bleau, as al de jonkjes dea makke waerden, dan soe it folk útstjerre. Mar ek yn dizze greate need bleau de Heare goed oer syn folk: Hy makke dat lang net oeral it wurd fan 'e kening dien waerd en dat de wet ek net lang fan krêft bleau. Miskien dat de Egyptners itsels to wreed founen en net meihelpe woene; miskien dat de kening ta oar ynsjoch kaem en tocht dat er op dy menear ek al dy tûzenen wurk-slaven kwyt rekke, dy't bouden oan syn stêdden of tichelstiennen bakten by de gleone oune. It wie yn elk gefal net út barmhertichheit dat er him foroare en de heare-tsjinsten waerden noch helte swierder en duorren noch wer langer.

Soms waerden se der hast moedeleas ûnder en winsken se mar dat de dea har weinaem. Der wiene ek net folle mear dy't noch wisten fan Jakobs God en fan al dy âlde biloften en dy't noch hope hiene op better tiden.

Mar, al forgeat dan it âlde folk syn God, de Heare forgeat har net. Hy tocht oan har yn dizze swiere need en al dy lange einleaze jierren wurke er oan har rêdding. Nimmen

wist it, mar krekt yn dy swiere tiid makke God syn folk in rêdder klear en de man dy't Hy dêrta útsjoen hie, groeide op yn it hûs fan de wrede Farao...

It bizen kuorke

YN 'E SLIMSTE TIID FAN 'E FOR-drukking, doe't yn 'e keningsstêd de jonges fan it folk Israël fordronken waerden, krigen twa minsken út 'e stam fan Levi, Amram en Jochebed, in jonge soan. Hja hiene al mear bern: Mirjam, in famke fan in jier of tolve en in jonkje fan trije, dy't Aäron hiet. As alles goed west

hie, dan soene se wis tige bliid west ha mei noch in jonkje, mar nou hiene se och sa graech in famke ha wollen. Jochebed hie de triennen yn 'e eagen doe't se har de lytse jonge yn 'e earmen leine; it wie oft hja de wrede soldaten al kommen hearde om him mei to nimmen en yn it wetter to smiten. En ticht hâldde se him tsjin har oan, as soe se him noait, noait wer loslitte. It lytse berntsje wie tige tsjep, wûnderlik moai hast foar sa'n lyts ding; hja moast der oan ien wei oan tinke en soms tocht se dat it net in gewoan bern wêze koe, mar dat God der in doel by hie. Mar as dat sa wie, dan mochten se him net oan 'e fijân oer jaen, dan moasten se him forbergje en dan mocht gjin-ien witte dat hja in lytsen krigen hiene. Soe it kinne, in bern forburgen hâlde, dat sa soun en libben like en dan mei sa'n lytse beuker yn 'e hûs as Aäron wie? Miskien koe it net, mar it moast bisocht wurde en hja leaude dat God har helpe soe.

It waerden dagen en wiken fan ûndraechlike spanning; tûzen noeden stiene se út en noait mocht it jonkje nei bûten en elkenien kearden se by de doar; as er mar lûd joech, dan krigen se him al op en elke joun as it bed-tiid wie, tochten se: as er nou mar net gûlt fannacht. Doe't er trije moanne wie, koene se it net langer folhâlde; hy waerd to great en to sterk en syn lûd droech to fier. Elke dei koe it mis gean en koene se him helje.

Yn dy ûterste need bitocht Jochebed in plan om syn libben to rêdden; it wie in plan, sa frjemd en sa ûnmûglik as mar allinne in mem bitinke kin as it om it libben giet fan in bern. Hja woe har lytse jonge yn in bizen kuorke lizze en dat kuorke ticht meitsje mei asfalt en pik, dat der gjin wetter ynkomme koe en dan moast Amram it nei de rivier bringe en it sa tusken de reiden sette dat de stream it net meinimme koe. En as er it dan sette op it plak dêr't moarns de dochter fan 'e Farao to baeijen gyng, hwa wit, soe dy dan it berntsje net fine en it yn it libben hâlde. Dan wiene se fansels har jonkje likegoed kwyt, mar dan libbe er noch en as God dan wier hwat greats mei him foar hie dan soe Hy wol foar him soargje.

Amram moast earst hwat wenne oan it idé, mar doe't er der oer neitocht hie, wist er gjin plan dat better wie, en sa koe it ek net langer. Dat op in iere moarn naem er it kuorke mei syn lytse soan der yn en droech it nei de rivier; tige hoeden sette er it to-plak ûnder de rûzjende reiden, dat nimmen it sjen koe dy't sa mar gewoan foarby kaem. As nou de prinses hjoed mar net weibleau...

Doe gyng er mei swiere stappen nei hûs, troch de skimermoarn. Oan 'e kant fan 'e rivier bleau syn dochterke, Mirjam, achter; hja soe by har broerke bliuwe en sjen hwat der mei him barde. En thús, by de lege widze, wachte syn frou! Soe der dan noait in ein komme oan dizze freeslike fordrukking, soe it âlde folk fan Abraham en Jakob dan ûndergean yn it frjemde lân? Wie der dan neat wier fan al dy âlde forhalen fan in lân dat de bern fan Jakob ta in erfbisit krije soene? Wie de God fan de âffears dan net sterker as de goaden fan Egypte! O, hy hate se sa, dy greatske Egyptners, dy't syn folk fordrukten en fortrapen. As er koe... Mar hwat koe hy, in Hébréër, bigjinne tsjin de macht fan 'e Farao en syn soldaten? Hy koe net ienris dat lytse laem fan sines rêdde, dat der tusken de reiden slomme oan 'e kant fan 'e rivier!

En wilens hâldde Mirjam de wacht by har lytse broer. Hja wie net bang, allinne op it wide fjild mei de stêd in hiel ein ôf en mei de wyn dy't yn 'e reiden rûze, mar hja wie al bliid doe't de sinne opkaem en de fûgels songen. It duorre lang, mar op it lêst seach se de prinses kommen mei har tsjinstfammen en stadich roun se dy kant út, krekt as kaem se der tafallich lâns. Gjin ien dy't har hjir rinnen seach hie tinke kinnen hoe bang en ûngerêst hja wie en hoe't har hert kloppe. As hja nou mar op it

goede plak yn it wetter gyng.. O, sjoch, dêr gyng se op 'e rivier ta, krekt dêr't it kuorke stie; hark, dêr rôp se hwat en ien fan 'e fammen gyng har hastich efternei... Nou moasten se him sjen... As er nou mar net gûlde, dan koene se sjen hoe moai't er wie en hoe leaf... Dêr kamen se to-gearre út 'e reiden, de prinses en dy oare en hja hiene it kistke tusken har yn.

Nou moast se net bang wêze en moedich roun se op 'e fammen ta. O, dêr wie it al sa, de lytse jonge gûlde! En mei-iens hearde se de prinses sizzen: ‘It is fêst in jonkje fan 'e Hébréën, mar yn elk gefal hâld

ik it. Mar hoe't ik mei sa'n lyts bemtsje oan moat, dat wit ik net.'

Mar dat wist Mirjam wol! Hja wie noch jong, mar hja hie net om 'e nocht mei har heit en mem yn ûnrêst sitten al dizze freeslike wiken. It koe har neat mear skele dat it Farao's dochter wie en al dy hofdames joech se neat mear om en dryst gyng se der midden yn stean en mei in djippe bûging frege se: 'Prinses, sil ik hinnegean en rop jo in frou út 'e Hébréïnnen, dat dy it jonkje foar jo it boarst jaen kin?' De prinses seach har forheard oan: 'Doch dat mar,' sei se.

Hja hoegde it Mirjam net twa kear to sizzen! Bliid draefde se op nei stêd en nei har eigen hûs; har flugge, jonge fuotten roerden amper de groun. Hymjend kaem se thús en fortelde alles: '...En de prinses moat in frou hawwe dy't it jonkje oan it boarst ha kin en ik moast sa'n frou sykje en nou kin mem it sels moai dwaen en dan komt ús jonkje wer thús!'

Hja wiene stil fan blidens, Amram en syn frou. Nou wie it wis dat it gjin gewoan bern wie, dy lytse jonge fan harres, mar dat God greate dingen mei him foar hie. Mei in tankber hert gyng Jochebed nei de rivier. Hja liet har net skine hoe bliid se wie; it wie better dat de prinses net wist dat hja de mem fan it jonkje wie.

De prinses frege har freonlik oft hja it berntsje forsoargje koe en oft hja it nou daliks mei nei hûs nimme woe? It hoegde fansels net forgees! Jochebed knikte: de prinses moast it mar witte hwat it lean wêze moast.

Sa kaem de lytse soan fan Amram en Jochebed wer thús fan syn earste reis. En nou hoegde se him net mear forburgen to hâlden en tsjin elk dy't der hwat fan sei, seine se: 'It is in jonkje fan 'e prinses.' Sels de Farao hie der gjin biswier tsjin dat syn dochter in jonkje oannaem fan dat forachte folk: hy soe der wol in echte Egyptner fan meitsje. En hy wist net, dy wrede, greatske kening, dat dit lytse bemtsje letter it folk fan Israël forlosse soe út it tsjinsthûs fan Egypte en dat God him oan it keningshôf brocht, om him klear to meitsjen foar syn letter wurk.

Doe't er in jier twa trije wie, moast Jochebed har lytse soan fuortbringe nei it hûs fan 'e prinses. It wie in swiere gong, mar hja skriemde net; al moast se nou har jonkje kwyt, hy bleau dochs har eigen soan en ienris, dat leaude se fêst, soe er greate dingen dwaen. Mar it hûs like frjemd en leech doe't hja thúskaem út it paleis wei...

De prinses joech him de namme Mozes, in hiel gewoane namme yn Egypte, mar de Israëliten tochten derby oan in wurd út har eigen tael dat 'útlutsen' bitsjut. It is in goede namme seine se, hwant hja hat him ek út it wetter lutsen!

De toarre wyldernis

IT WIE FJIRTICH JIER LETTER; DATselde jonkje dat doe yn it bizen kuorke lei, wie nou in man wurden, in prins yn it hûs fan 'e Farao. Hy waerd mei de oare jonge prinsen opbrocht en gâns hie er leare moatten, lyk as it in keningssoan past. Hja hiene altyd mar wer har bêst dien om in echte Egyptner fan him to meitsjen; hy moast goed bigripe dat der mar ien folk yn 'e wide wrâld de muoite wurdich wie: dat alle folk en naesje weifoel by de macht en de gloarje fan Egypte. It wie spitich, seine se dan, dat er in Hébréër wie, mar hy koe yn elk gefal syn bêst dwaen om in Egyptner to lykjen en hwa wit soe de kening him net forheegje en him oer al dy slaven sette.

En dat woe Mozes krekt net! Hy wie tankber dat de prinses him doe it libben rêdden hie en hy die goed syn bêst, mar hy soe noait forjitte dat er in Israëlyt wie, in soan fan dat forachte slave-folk. It die him sear as dat folk forachte en forhûnd waerd

en noait soe er meihelpe om it to fordrukken. Hy skamme him net om by dat folk to hearren en as it wêze moast woe er mei dat folk lije, woe er mei har slaef wêze; as it moast woe er mei har stjerre.

Faek tocht er oer syn libben nei en hoe frjemd it mei him gien wie: syn heit hie him fuortbrocht en delset by de Nijl en doe hie de prinsesse him oannomd en wie er dochs wer-by syn âlden thús kommen. Letter wie er yn it hûs fan 'e Farao kommen en dêr hie er nou al wer hast fjirtich jier forkeard. Soms tocht er dat dat net allegearre tafal wêze koe, mar dat God hwat greats

‘*... fêst in jonkje fan 'e Hébréën, mar yn elk gefal hâld ik it.*’

mei him foar hie en dat er dêrom sa folle ûnderfine en safolle leare moast. As it nou ris sa wie dat hy letter it folk fan Israël forlosse moast út it tsjinsthûs fan Egypte, as hy ienris har lieder wurde moast en har bringe nei it lân dat Abraham tasein wie? Hearlik soe dat wêze: dit folk fan slaven frij to meitsjen en har to lieden nei Kanaän, it lân fan 'e rest! It soe net maklik wêze, hwant de Farao wie wreed en sterk, mar as God it woe, dan barde it. Hy wie jong en moedich en, as God him rôp en de kâns wie der, dan doarst er it oan!

Op in kear gyng er nei de grins, dêr't noch altyd tûzenen fan syn folk wurken by de bou fan in nije stêd. Hy hie al folle heard fan har fordrukking, fan it swiere wurk ûnder de gleone sinne en by de hite ovens, mar nou woe er it sjen. De hiele dei bleau er op it wurk en neat ûntkaem him; ek net hoe't de opsichters en de driuwers it folk noch mear oansetten, om't dy hege prins der by wie. Hja hiene it ris witte moatten!

Op it lêst kaem er op in plak dêr't in Egyptner de wacht hie oer in hiele rige arbeidsslaven; hy siet der op syn gemak by, de stok tusken de knibbels en syn skerpe eagen gyngen alle kanten út, om to sjen oft elk wol goed syn bêst die. Yn-ienen sprong er op; fan 'e lange rige wie der ien achterbleaun. Hy soe dy luije Hébréër en mei greate stappen gyng er op him ta. Triljend bleau de man stean, smekend heve er de hannen omheech: doe kletste de stok del op syn holle, op syn earmen, op syn bleate rêch; hy krûpte yn it sân en it bloed roun oer syn gesicht, mar dy Egyptner sloech mar troch.

Noch noait hie Mozes sa djip de skande field fan dizze slavetsjinst, noch noait hie er him sa lilk makke. Dat dy man ûnskuldich slein waerd, dat er krûpte yn it stof, dat er jammere as in bern en him sa mar slaen liet - dat fordroech er net. Mar hy, Mozes, soe dit ûnrjocht wreke; dy wrede beul soe stjerre; dit wie de lêste dy't er rânsele hie. Hy seach om him hinne: der wie gjin Egyptner to sjen, oars net as slaven en dy mochten it witte! Hy roun rjocht op 'e Egyptner ta; dy doarst ek noch to laitsjen: de tosken blonken wyt yn syn wrede brune kop. Mozes triek syn swurd. Hy hoegde mar ien kear to slaen. It spiet him net dat er it dien hie. Hy naem in stik ark en bidobbe it lyk en gyng syn wegen. Dy jouns waerd de lokkichste fan syn libben. Nou koene dy fortrape en forachte slaven dan mar sjen dat der ien wie dy't it foar har op naem; nou wisten se dat hy, prins Mozes, de soan fan Farao's dochter, oan har kant stie. Moarnier gyng er der wer hinne! Hwat soene se him dan mei oare eagen oansjen; hwa wit soene se net op him ta komme en him freegje oft er har helpe woe. ‘As der ien is dy't ús forlosse kin’, soene se sizze, ‘dan binne jo it, prins! Wês dan ús lieder, biskik ús wapens en wy sille jo folgje en út dit lân fan skande en ûnrjocht optsjen nei in oar, in better heitelân.’ En as hja him fregen soe er net wegerje! En God soe him helpe, dat leaude er fêst; deselde God dy't him biwarre hie yn it bizen kuorke en dy't him brocht hie oan it hôf fan 'e kening...

Mar de oare moarns doe't er wer op it wurk kaem, wie alles oars as er tocht hie. De Egyptyske driuwers rounen noch like greatsk oer it fjild mei har hurde stokken en de slaven skrepten noch like hurd as oare dagen. Der kamen gjin minsken dy't him fregen om har to helpen; der wiene gjin eagen dy't opljochten doe't er foarbykaem.

Der wiene allinne in pear Israëliten dy't rûzje hiene en yn alle ellinde ek noch fochten. Wyld sloegen se op elkoar yn, mar de iene wie gâns sterker as de oare en Mozes seach dat it op moart en deaslach útrinne soe. Fluch gyng er der hinne en rôp: ‘Skammest' dy net en slach dyn eigen kammeraet?’ Sûnder erch hie er de hân al wer oan 'e greep fan it swurd. De Israelyt hâldde op fan slaen, mar net om't er him skamme.

Kjel die er in stap to-bek; doe rôp er, mei opset sin tige lûd, dat elk it hearre koe: ‘Hwa hat dy ta rjochter en oerste oer ús set? Of woestû my miskien ek dea-slaen, lyk astû juster dy Egyptner dea-slein hast?’

Mozes wist net hwat er hearde; it skeat der him fan yn 'e skonken en hy koe gjin foet mear forsette. It wie net alderearst om't syn manslach útkommen wie en om't der Egyptners by stiene en dy it nou ek wisten, it slimste wie, dat ien út syn eigen folk him forrette, dat gjin ien de moed hie ta forset, dat hja gjin hope en gjin idealen mear hiene, dat hja wiene hwat de Farao har meitsje woe: in folk fan slave-sielen.

Dy't it har goed miende, dy forretten se oan 'e fijân en sels, yn dizze greate need, fochten se. Sa'n folk fortsjinne de frijdom net; sa'n folk wie gjin forlosser brek. En mei in bitter hert kearde er him om en gyng fuort. Dy moaije dreamen fan juster, dy soene noait wier wurde. Hy soe gjin bliid en tankber folk út it lân fan Egypte liede - hy hie gjin folk mear!

Doe't de Farao it hearde en bifel joech om him to deadzjen, flechte er it lân út en triek de woastine yn. Hy roun al mar fierder, sûnder doel, en it koe him neat mear skele hwer't er to-lânne kaem. Soms, op dy swiere mars, troch dy wyldernis fan sân en stien, tocht er: hie de prinses my doe mar net út it wetter helle; hie se it kuorke mar omkantele, dan wie my dit bisparre bleaun.

Earne yn 'e wyldernis, dêr't de stam fan 'e Midianiten wenne, gyng er sitten by in boarne. Om him hinne lei it wide fjild, toar en brún, mei hjir en dêr hwat raeijich gêrs en stikelige strûken. Fier yn it Suden wie de donkere streek fan 'e bergen.

Hy siet der mar stil en wachtte; by in boarne moasten altyd minsken komme. It kaem ek al sa út. Oer it fjild kamen de keppels op 'e boarne ta; mânlju mei skiep en geiten en tichterby in lytse keppel dêr't sawn jonge fammen op pasten; it moasten susters wêze, sa liken se op elkoar. Hy seach nei har en hie der syn niget oan hoe linich hja it wetter skepten en nei boppen droegen yn 'e stiennen drinkbakken. Doe't se fol wiene, rôpen se de skiep, mar dêrmei wiene de mânlju der ek en treauwen har oan 'e kant.

'Wy wiene earst', seine de sawn susters, 'it is ús wetter; wy hawwe it opput.' De mânlju laken spotsk. 'Mânlju gean foar', seine se en bretael dreauwen se har eigen skiep nei it wetter.

Mozes riisde oerein. Syn eagen flammen. Dit wie sa gemien, dy froulju it wetter putte litte en dan sels earst de bisten boarne. Mar dat soe net sa lang as hy der by wie. Foar't se der rjocht erch yn hiene, stie er foar de hoeders. 'To-bek!' sei er koart, 'dy fammen wiene earst.' Hy wie noait gjin man fan folle wurden en nou dôch, nei dy mars troch de wyldernis, wie de holle him gjin jellen lang. Syn hân gyng nei de gurle, nei de skerpe dolk. Miskien kaem it dêrfan, of oars fan syn frjemde, Egyptyske klean en fan syn twingende stim, mar de hoeders gyngen oan 'e kant. Hja mompelen lilk, mar gjin ien doarst in hân oan dy frjemdling to slaen. Doe boarnde Mozes fierder de keppel lytsfé; faek moast er noch nei boppen mei in krûk fol wetter, ear't de toarstige bisten har sêd dronken hiene.

Sa kaem it dat de sawn dochters fan 'e preester Rehuël bitiid thús kamen, dy deis. Doe't har heit it forhael heard hie fan de Egyptner, dy't har holpen hie tsjin 'e hoeders, liet er Mozes helje en doe't dy in skoftsje by Rehuël west hie, frege er oft Mozes net by har bliuwe woe; hy koe de keppel deis hoedzje en hy hie oars dochs gjin ûnderdak. En as er woe koe er ien fan Rehuël syn dochters ta frou krije: der wiene sawn en hy koe mar sizze hwa't er leafst hie. It hie Mozes syn doel net west om hjir syn hiele fierdere libben yn 'e wyldernis to bliuwen, mar hy liet him biprate. Hwat hindere it nammers ek? Syn libben wie dochs foargoed mislearre. De wysheit fan Egypte hie er omdôch leard, mar by de skiep op it fjild forgeat dat wol! Hy paste hjir krekt yn dit lân: toar wie it en ûnfruchtber en sa wie syn libben ek. Hy troude mei ien fan 'e sawn susters en krige in soan dy't er Gersjoom neamde; dat bits jutte sa folle as: In-frjemdlingdêrre. It duorre lang foar't er syn dreamen forgetten wie en him skikke

koe, mar op it lêst learde dat wol. Hy wie tachtich jier, doe't God nei him omseach en him rôp ta it greate wurk...

It lôgjende toarnbosk

FJIRTICH LANGE JIERREN HIE Mozes nou by syn skoanheit west; fjirtich jier hie er de keppel hoede yn 'e toarre steppe en hy wie gâns foroare. In man fan tachtich jier wie er nou, noch geef en sterk, mar dochs net jong mear en mei griis hier; hy like net folle mear op dy donkere, driftige prins dy't in Egyptyske driuwer delhoude en dy't it foar de sawn dochters fan Rehuël opnaem, dy't er noch noait earder sjoen hie. Né, it wie deselde Mozes net mear fan doe en

net allinne fan úterlik wie er foroare: hy wie rêstiger wurden en gâns geduldiger en foaral ek needriger. Dy greatske dreamen fan alear dêr koe er nou om glimkje en hy hie gjin oanstriid mear om in folk to forlossen en to lieden nei it biloofde lân; bytiden wie er tankber dat er allinne mar syn skiep en geiten hie om op to passen en net de soarch foar in machtich en ûntankber folk.

Dat woe net sizze dat er syn folk forgetten wie; de kearen dat der nijs út Egypte kaem oer de fordrukking dy't aloan slimmer waerd, kaem al dat âlde wer boppe; dan seach er himsels wer gean troch de rigen fan 'e slaven, dan hearde er it kletsen wer fan stokken op 'e bleate rêggen, dan hearde er it jammerjen wer fan dy iene dy't er doe dy deis wreke hie. Nei al dizze jierren fielde er him alhiel in Israëlyt, in frjemd by de stam fan Midian, mar om't er nou ienris by har wenne, skikte er him alhiel nei har wetten en seden. Syn earste soan, Gersjoom, hie er bisnien, lyk as God oplein hie oan alle bern fan Abraham, mar by de twadde wie it der net mear fan kommen. Sippoara, syn frou, hie it opkeard; hja foun it in wreed gebrûk en Mozes hie har sin dien, alhoewol't er wist dat it in great kwea wie. Hy kaem dochs noait wer by syn folk, tocht er bitter; noch in mannich jierren, dan soe er stjerre en hja soene him bigrave yn dizze wyldernis. It griene Egypte soe er wol noait wer sjen en Kanaän, it lân fan de âffears, fansels hielendal net...

Op in kear doe't er tige fier fan hûs swalke wie en de keppel weide by de berch Hoareb, seach er in toarnbosk, dat yn flammen stie mar dat net forbaernde. In great wûnder wie dat en hy gyng der op ta om to sjen hoe't dat dochs koe. Doe't er tichtby wie kaem der in stim út it lôgjende fjûr: ‘Mozes, Mozes!’ Hy bigriep dat it gjin minskelûd wêze koe en earbiedich sei er: ‘Sjoch, hjir bin ik!’ De stim antwurde: ‘Kom net tichterby! Doch dyn sandalen út, hwant it plak dêrstû stiest is hillige groun.’

Mozes die hwat him oplein wie en wachte; dy wûndere stim soe wis noch mear to sizzen hawwe en hy tocht nei oer alles dat er de lêste tiden dien hie. Soe it God wêze, dy't kaem om him to straffen oer it ien of oare kwea? De stim spriek fierder. ‘Ik bin dyn heite God, de God fan Abraham, de God fan Izaäk, de God fan Jakob. Ik haw de fordrukking fan myn folk dat yn Egypte is, wol klear sjoen. Dêrom bin Ik delkommen om it to forlossen út 'e hân fan 'e Egyptners, en it op to fieren nei in goed en rom lân, nei in lân oerrinnende fan molke en hunich, nei de lânsdouwe fan 'e Kanaäniten en fan 'e Hethieten, fan 'e Amoariten en 'e Feareziten en fan 'e Heviten en 'e Jebusiten. Nou dan, kom, ik sil dy ta de Farao stjûre, om myn folk, Israëls bern, út Egypte op to fieren.’

Mozes hie, doe't God himsels bikend makke, de mantel om 'e holle wuolle; hy doarst net yn it fjûr op to sjen, dêr't God yn wie. Mar like goed hearde er elk wurd dat Er spriek en in great fortriet wâlle op yn syn hert. Hy moast Israël forlosse! Och God, tocht er, doe yn Egypte, hwat hie ik it doe graech dwaen wollen; as Jo doe kommen wiene... Mar dit is fjirtich jier to let! Nou kin it net mear. O, nou noch jong to wêzen, jong en moedich. En drôvich sei er: ‘Hwa bin ik, âld man, dat ik ta de Farao gean soe en dat ik Israëls bern út Egypte fiere soe?’

De Heare antwurde: ‘Mar Ik gean mei dy en Ik sil dy helpe. En dit sil dy it teken wêze dat Ik dy stjûrd haw: letter sil dat folk My tsjinje op dizze berch.’ En noch, nei dy belofte fan godlike help, miende Mozes dat er dit greate wurk net dwaen koe. ‘Sjoch, as ik ta myn folk kom en ik siz dat de God fan har âffears my stjûrd hat, dan sille se wis freegje: hoe is Syn namme?’

En ek dit biswier woe God genedich weinimme. ‘Ik bin dy't Ik bin’, spriek Er plechtich, en mei dy namme ‘Jahwè’ of, lyk as it letter yn ús tael wurden is, ‘de Heare’, woe er neamd wurde fan Syn folk. ‘Dat gean hinne en siz tsjin 'e âldsten fan it folk, dat de Heare, de God fan Abraham dy to foaren kommen is en dat er har binearing sjoen hat en dat er jim opfiere wol út it slavehûs fan Egypte nei in lân dat fan molke en hunich oerrint. En dêrnei sille jim nei de Farao gean en dû silst sizze: De Heare, de God fan 'e Hébréën is ús tomjitte kommen; lit ús nou in wei fan trije deireizen yn 'e woastine gean om dêr de Heare in offerfeest to hâlden. Mar Ik wit dat er jim net gean litte sil, dat Ik sil Egypte slaen mei al myn wûnders en dan sil er jimme fuortgean litte. En net mei lege

hannen sille jimme gean, mar elk sil fan syn buorlju easkje goud en sulver en pronkklean en dy syn eigen bern omdwaen en sa sille jim Egypte birôvje.'

Mozes leaude dat de Heare it sa dwaen koe; hy woe sels wol leauwe dat it ek presiis sa gean soe, mar hy koe him net foarstelle dat hy it dwaen soe. Hy wie to âld wurden, hy hie de moed net mear foar soks; it folk moast forlost wurde, wis, mar God koe likegoed in oaren-ien stjûre. 'Hja sille my dochs net leauwe', sei er, 'en hja sille wis sizze, dat Jo net mei my sprutsen hawwe.' En noch bigriep er net, dat gjin minske sa tsjin God ynlizze mei en dat elk komme moat, dy't Hy ropt.

De Heare frege: 'Hwat hastû yn 'e hân?' 'In stêf, Heare', antwurde Mozes.

'Smyt him dan op 'e groun.'

Mozes die daliks hwat de Heare him oplei, mar krekt roerde de stêf de groun, of hy sprong bang fansiden: de stok, dy't er sa lang al brûkt hie by syn wurk, wie foroare yn in greate, gefaerlike slang. En noch wie er net fan 'e skrik bikommen of de Heare spriek: 'Stek dyn hân út en gryp him by de sturt!' En dyselde Mozes, dy't oan-ien-wei tsjin Gods bifel yngyng, dy't it iene biswier nei it oare útfoun om der foar wei to kommen, dy't net nei de Farao doarst en net mei syn eigen folk, om't er himsels net geskikt foun foar dat greate wurk - dy bûgde him nou foaroer en pakte de slang fan 'e groun. Tagelyk fielde er hoe't it munster yn syn hân wer foroare yn in stok.

En noch in wûnderteken liet de Heare him dwaen: hy moast syn hân by de klean ynstekke en doe't er him der wer úthelle, wie er melaetsk: it fel dat niiskrektsa noch soun wie en brûn, wie nou fol wite plakken. En jitris moast er de hân achter de mantel dwaen en wer foar it ljocht helje: en doe't er it dien hie, wie de hân wer geef en soun lyk as fan to foaren.

En de Heare sei: 'As it folk fan Israël nou net leauwe wol hwatstû to sizzen hast, doch dan dizze beide tekens yn har bywêzen en mochten se dan net leauwe, jit dan hwat wetter út 'e Nijl foar har eagen út en Ik sil it yn bloed foroarje.'

Sels doe joech Mozes gjin bilies. Hy wist sa goed, dat er ta dit hearlik wurk net bikwaem wie, dat er it sels net oangean doarst as God him macht joech om wûnders to dwaen. 'Och Heare, ik bin nou ienris gjin man fan it wurd, earder al net en nou ek net, nou't Jo mei my sprutsen hawwe, dat ik kin net tsjin in kening sprekke, hwant ik bin swier fan mûle en swier fan tonge.'

Noch ien kear antwurde de Heare Mozes yn goedens. 'Hwa hat de minske de mûle makke, of hwa hat de stomme of dôve of sjende of bline makke? Bin Ik it net, de Heare? En nou, gean hinne, en Ik sil mei dyn mûle wêze en dy leare hwatstû sprekke silst!'

Dêr stie de man Mozes dan en hy wist neat mear to bitinken. Hy moast gean en de Heare soe him helpe - ja, mar hy wie to âld en hy hie der gjin moed mear foar. Fjirtich jier earder... mar dat wie foarby! 'Och Heare', sei er moedeleas, 'stjûr dochs immen oare, mar my net!'

En doe wie it geduld des Heare oan 'e ein en Syn grime lôge op tsjin Syn ûnwillige feint. Hy woe gjin útflechten mear hearre, mar tagelyk wie Er ek noch genedich en woe Er Mozes immen meijaen, dy't him helpe en dy't wol sprekke koe.

'Aäron, dyn broer, sil mei dy gean; Ik wit dat er tige sprekke kin en sjoch, hy is al op reis dy yn 'e mjitte; hy kin foar dy sprekke ta it folk en ta de kening; hy sil dyn mûle wêze en dû silst him ta in god wêze. Gean nou en sprek net langer tsjin!'

Net folle dagen letter gyng Mozes op reis mei syn frou en syn beide soannen. Nou't er ien kear op reis wie, bitroude er dat de Heare him helpe soe en alle twivel foel by him wei. Mar dochs gyng er oars as doe't er fjirtich jier wie: net mear yn eigen krêft, mar yn it witten dat er sels neat koe en dat God alles dwaen moast. En dy't sa giet, bitrouwend op des Heare help, dy kin greate dingen dwaen, ek al is er tachtich jier...

Doe't hja op in nacht earne oerbleauwen yn in herberch forskynde God him op 'e nij. Mar dizze kear kaem de Heare yn syn grime en woe er Mozes deadzje. It wie om't syn twadde soan noch net bisnien wie en yn dit great gefear naem Sippoara sels in mes en bisnie har soan. It wie hàr skuld dat it oergien wie, mar nou makke se sels it kwea wer goed. En sa koene se wer fierder reizgje, sûnder freze foar de grime

Gods. Hoe soe it ek kinne dat de man dy't it folk de wetten jaen moast, sels de wet net hâlde soe?

Aäron, syn broer, kaem him yn 'e mjitte en meiïnoar kamen se yn Egypte oan.

'*Lit har sels gean...*'

HJA HIENE AL SÛNT LANG DE moed opjown, dat folk fan slaven; it hie sa lang duorre en hwa soe oait de hân opheevje doare tsjin de machtige Farao? Dat it soe wol altyd bliuwe sa't it nou wie en dy moaije, âlde forhalen fan Abraham en Jakob en fan in lân dat oerroun fan molke en hunich, leauden se net mear oan. En fan it iene jier op it oare diene se har swiere tsjinst, swijend en sûnder hope.

En doe wiene der op in goede dei sa mar dy beide mannen, Mozes en Aäron, en rôpen de âldsten fan it folk ta in gearsit op. Hja kamen, de âlden en wizen fan it fordrukte folk en mei klopjend hert en gloeijende wangen harken se nei dat frjemd en bliid forhael fan de God, dy't sprutsen hie út it lôgjend fjûr en dy't nou tocht oan syn folk en it forlosse woe út it slave-hûs fan Egypte. En doe't de earste blidens hwat bikommen wie en de âlde twivel wer by har opkaem, doe riisde Mozes oerein en die de trije wûnders foar har forhearde eagen. Doe leauden se alles dat er sein hie en hja gyngen, elk nei syn sibbe en stam om it blide boadskip oan it folk to bringen. Mozes koe mar op har rekkenje en op it earste teken soene se opstean tsjin de wrede kening en syn bannen brekke. Noch dyselde deis fregen Mozes en Aäron gehoar by de kening.

It wie net mear deselde Farao fan fjirtich jier lyn, dat Mozes hoegde net bang mear to wêze dat er him koe, mar hy wie net minder greatsk as syn foargonger en like wreed en mei forachting seach er op har del, sa't hja dêr stiene foar syn hege troan. Hwat woene se dochs, dy beide mannen? Hiene se faeks gjin wurk, dat hja him lestich foelen yn syn hûs? En hwat hja ek freegje woene, har reis wie dochs om 'e nocht! Gjin gunsten foar dat folk fan 'e Hébréërs!

Doe't er frege hwat hja woene naem Aäron it wurd. 'Sa seit de Heare, de God fan Israël: Lit myn folk gean, in wei fan trije dagen yn 'e woastine, dat it My in offerfeest hâlde mei.'

De Farao seach donker en de tearen lutsen yn syn foarholle. Hja doarsten it wol oan, dat slave-folk! Dus hja woene de grinzen oer en de wyldernis yn en dan seach er se fansels noait wer. Mienden se nou werklik dat er sa ûnnoazel wie? En dat doarsten se to freegjen yn 'e namme des Heare, in god dêr't er noch noait fan heard hie, en dat ek noait folle wêze koe, oars soe syn folk net libje yn slavernij. En koel en út 'e hichte frege er: 'Hwa is dy Heare, dêr't jim fan prate en nei hwaens stimme ik harkje soe om Israël frij to litten? Ik ken him net en sil dat folk net gean litte.'

Earnstich antwurde Aäron: 'De God fan 'e Hébréërs is machtich en Hy is ús tsjinkommen yn 'e wyldernis en wy hawwe him heard en mei him sprutsen, dat lit ús nou gean om to offerjen, oars mocht Er oer ús komme mei it swurd en mei de pest.' Mar de Farao woe gjin reden forstean: hja krigen him net bang mei in god dy't yn 'e steppe wenne. En mei dizze bidlersom-frij woe er net iens mear prate. 'Jimme, Mozes en Aäron, jim hâlde it folk fan it wurk ôf. Dit naesje is wier al machtigernôch en dan soe ik om har myn bouplannen foroarje en har frij jaen, dat hja yn 'e frijdom noch hurder groeije soene? Né, mar ik sil jimme heare-tsjinsten helte swierder meitsje,

dat jim gjin tiid mear oerhâlde om to dreamen fan frij en fan feest. En gean nou út myn eagen!'

En hy miende hwat er sei, de Farao. Al de driuwers waerden oproppen om foar him to forskinen en de foarmannen fan it folk moasten meikomme. Strang spriek er har oan: 'Jim sille to-nei dit slave-folk gjin strie mear jaen ta it bakken fan tichelstien. Lit har der sels op út gean om strie to sykjen op it lân, mar itselde tal stiennen dat hja juster en earjuster makken, sille se to-nei ek leverje en neat meije jim der ôfdwaen. Hwant hja rinne liddich, dat folk mei syn gerop fan: Lit ús de Heare offerie.'

De driuwers bûgden djip foar de kening en doe't hja bûten wiene, laken se wreed. Hja

soene it gewaer wurde, dat luije folk, dat men net sa mar mei alle domdryste fragen foar de Farao komme koe! Mar de foarmannen fan 'e Israëliten gyngen mei in swier hert. Hja wisten dat it in ding fan ûnmûglikheit wie om itselde tal stiennen to meitsjen, as der har gjin strie mear brocht waerd, mar dêr die dy wrede kening it fansels krekt om. En joun, as elk de stiennen fan syn ploech teld hie en de listen waerden ynlevere, dan krigen hja de straf. It hie net folle jown dat Mozes nei de kening west hie; hy hie it der ynpleats minder mei makke.

En de oare moarns foar dau en dage, swalken se de ikkers oer en sochten it strie dat efterbleaun wie op it fjild. Hiel de dei skrepten se noch hurder as oars, it koarte middeis-skoft makken se noch helte koarter, en noch hurder rounen se mei de frachten stien. Mar it joech neat dat hja it úterste fan harsels fergen, it holp net ienris dat de driuwers flokten en mei de stokken swaeiden: in dei wie to koart foar de taks dy't har set wie. En yn 'e lette joun, doe't de skimer foel oer it wide lân, stiene de foarmannen krom oan 'e giselpeal en kletsten de stokken op 'e bleate rêggen. En sa soe it nou moarn wer gean en oaremoarn en alle dagen...

De oare deis, yn dy greate need, gyngen hja wer nei de Farao; dit wie sa wreed en sa ûnrjochtfeardich, dat miskien soe er him bitinke en har genedich wêze. Doe't hja foar him stiene, forgeaten se alles, de pine fan har to-sleine rêch, har freze foar dy hege hearsker en hertstochtlik pleiten se. ‘Hwerom dogge jo sa mei jins tsjinstfeinten? Der wurdt ús gjin strie mear jown en hja sizze tsjin ús: Meitsje stien en sjoch, wy krije mei de stôk, mar it is de skuld fan jins folk.’

Mar de Farao woe likemin nei har harkje as earst nei Mozes en Aäron en al gau stiene se wer op strjitte, forslein en wanhopich. Dit wie gjin libben sa en as it noch langer duorje moast, dan soe de dea in útkomst wêze. Bûten troffen se Mozes en Aäron en ynienen waerden se forgrime. Alles wie de skuld fan dy beide mannen. As dy har stil hâlden hiene, dan wie har wurk net forswierre en dan hiene hja gjin bruijen krige. O, hja koene it sa moai biprate, dy beide mannen! Hja soene út Egypte tsjen mei goud en sulver en moaije klean, nei in lân fan molke en hunich - it hearde moai, mar it wie net útkommen! En bitter seine se tsjin Mozes en Aäron: ‘De flok des Heare sil op jim wêze en Hy sil om jim tinke en jim ien kear straffe foar hwat jim ús oandien hawwe. Hwant jim hawwe ús op in kwea-namme brocht by de Farao en jim hawwe de kening in swurd yn 'e hân jown om ús to deadzjen.’ Moedeleas gyngen Aäron en Mozes fuort. Nou wie it dan wer like fier, tocht Mozes, as foar fjirtich jier: doe hie syn eigen folk him oan 'e fijân forret en nou sprieken de foarmannen de flok oer him út. Moast it dan altyd mis gean mei him? As it wêze soe, moast der dan altyd wer hwat tusken komme? Mar it wie dochs oars as doe: dizze kear hie de Heare sels him roppen en better as doe't er in prins yn Egypte wie, wist er nou hwer't er hinne moast mei syn soarch en syn fortriet. Hy socht in plak dêr't er allinne wie en heve de hannen ta God omheech. ‘Heare, hwerom dochs hawwe Jo dit folk kwea dien? Hwerom hawwe Jo my stjûrd? Hwant sûnt ik by de Farao west haw, om yn Jins namme to sprekken, hat er dit folk kwea dien en Jo hawwe it noch net forlost.’

De Heare bistrafte syn tsjinstfeint net om syn bittere wurden; Hy wist hoe swier Mozes it hie, nou't troch syn wurk de tsjinst fan it folk noch swierder wurden wie. ‘Nou silstû sjen, hwat Ik de Farao dwaen sil; hwant troch in machtige hân sil er har gean litte, ja troch in machtige hân sil er har it lân útdriuwe. Dat gean ta Myn folk en siz dat Ik har roppen heard haw en dat Ik tocht haw oan it forboun mei Abraham

en Izaäk en Jakob en dat Ik har útliede sil út Egypte en har bringe yn it lân dat Ik har tasein haw.'

Mar doe't Mozes dat Godswurd oerbrocht, woe it folk neat mear fan him witte; hja fortrouden him net mear en leauden syn goede wurden net en hja woene net ienris mear leauwe dat God har stjûrd hie.

Om dyselde tiid stjûrde de Heare Mozes wer nei de Farao ta. Mozes hie gjin hope mear dat it helpe soe en mei in sucht sei er: 'Och Heare, as myn eigen folk net nei my harkje wol, hoe soe dy kening my dan leauwe?' Mar hy gyng dochs en spriek mei de Farao oer Gods greate macht.

De kening glimke spotsk. 'Doch ris in wûnderteken', frege er. As hja it àl koene,

dy beide swalkers út 'e wyldernis, dan soene syn wizen en tsjoenders har noch ris hwat oars sjen litte. Hy seach al frjemd op doe't Aäron op in wink fan Mozes, en sûnder hokfor tsjoendersspreuken, de stêf op 'e groun smiet en him yn in slang foroare. Mar hy wie noch net forslein en doe't syn wizen to wurk gyngen mei biswarring, slagge it har ek om twa slangen to meitsjen. It wie in frjemd gesicht: de Farao op syn hege troan, de trije slangen op 'e flier fan 'e seal, en, tusken de tsjoenders fan Egypte, dy beide bruorren mei har lang griis burd. It soe noch frjemder wurde: de greate slang fan Aäron foel op 'e beide oare oan en foar de eagen fan 'e kening forslynde er se. De Farao wie forgrime. Hy seach hoe't Aäron de slang opkrige en hoe't dy fuortdaliks yn in stêf foroare. Dàt koene syn tsjinners dy Mozes net neidwaen: hja hiene gjin stêven mear. Lilk stjûrde er har de doar út, mar hja gyngen, rjochtop, de stêf dy't in slang west hie yn 'e fûst, as minsken dy't it fan in sterke fijân woun ha. Doe forhurde de kening syn hert. It mocht dan wier wêze dat er greate dingen dwaen koe, dy slavegod, ien ding koe er tominsten net: hy koe it net winne fan him, de Farao fan Egypte! Noait, noait liet er se gean, dat folk fan 'e Hébréërs...

Njoggen pleagen

DER GYNGEN DAGEN FOARBY dat de kening neat fan Mozes en Aäron hearde en hy tocht fêst dat hja bang wurden wiene en him net wer ûnder eagen komme doarsten. It wie mar goed dat er doe net ta-jown hie: sok folk stie der net foar as men se goed oanpakte. En doe, op in iere moarn, doe't de kening mei syn gefolch fan hovelingen op wei wie nei de rivier, seach er se stean oan 'e kant fan it wetter, net oars as wachten se op him. Hy wie to greatsk om nou noch werom to gean en miskien woe er it ek net: hy wie bang fan dy frjemde god en woe witte hwat dy mannen nou wer to sizzen hiene. Ûngeduldich sei er: ‘Hwat wolle jimme, dat jim my hjirre lestich binne, bûten, yn 'e iere moarn?’

Aäron antwurde: ‘De Heare, de God fan 'e Hébréërs, hat my ta jo stjûrd, sizzende: Lit myn folk gean, dat it offerje mei yn 'e wyldernis, mar sjoch, dû hast oan't nou ta net nei My harke en nou silstû sjen dat Ik de Heare bin! Dat sjoch, mei de stêf dy't ik yn 'e hân haw sil ik slaen yn it wetter fan 'e rivier en it sil foroare wurde yn bloed; en de fisk sil stjerre, dat de rivier der fan stjonkt, en de Egyptners sille it wetter fan 'e rivier net drinke kinne.’

Swijend hearde de Farao it godswurd oan. Hy tocht der net oan om to dwaen hwat Mozes frege en hy koe ek net leauwe dat dy god-út-'e-wyldernis macht hawwe soe oer de Nijl. Sa faek al hie er de riviergoaden offers brocht; dy soene him wis net yn 'e steek litte en him ta skande meitsje foar dit slavefolk! Heech en greatsk stie er dêr, yn 'e rounte fan syn tsjinners en koppich skodholle er. Noait liet er se gean! En doe seach er hoe't de beide mannen op it wetter ta rounen, hoe't Aäron mei beide hannen de stêf opheve en op it wetter sloech. Noch tocht de Farao: it kin net, mar tagelyk seach er hoe't it kleare wetter fan kleur foroare en út 'en readens skynde. Lang stiene se der nei to sjen, de kening en syn hovelingen, salang oan't de Nijl in rivier wie fan donker bloed dat swier en tige stadich nei sé ta streamde. Tusken it donker read skimere it wyt fan fisken dy't boppe dreauwen...

De Farao stie dêr, swijend, de eagen strak op dizze stream fan bloed. Wie dy god fan 'e Hébréërs dan de goaden fan 'e rivier oermânsk? It koe net en wer liet er syn beide knappe tsjoenders komme, deselde dy't in deade stok foroarje koene yn in

libbene slang. Hja kamen yn alle haest, mei frjemdsoartich tsjoenders-ark en ek dizze kear slagge it har: hja makken helder wetter read en seine dat it bloed wie, lyk as yn 'e Nijl. Greatsk kearde de kening him om: it hie gjin sin om nei dy frjemde god to harkjen as syn eigen tsjoenders itselde koene. Hy hie fansels leaver hawn dat dy beide wizen it bloed yn 'e rivier wer yn wetter foroare hiene, mar hy wie sa wiis wol, dat er har dêr net op ferge!

It duorre sawn lange dagen, dy earste pleach. Doe't it wetter op wie dat hja noch yn krûken en fetten hiene en dat goed bleaun wie, swalken de Egyptners alle kanten út om wetter. Hja founen it net, hwant

yn alle streamen en puollen en marren wie bloed en it holp net dat hja it skepten yn fetten fan hout en izer: it wie gjin ûnsuverens yn it wetter, dat bisinke koe, lyk as oars yn 'e simmer wol. Doe moasten se, yn 'e gleone sinne, djippe putten grave om noch hwat drinkwetter to finen.

Doe't de sawnde deis it wetter wer helder wie en klear, forhurde de kening syn hert alhiel en hy liet it folk net gean.

In wike-of-hwat letter, doe't it wetter fan 'e rivier opsette en oer de lege lannen roun, kamen Mozes en Aäron wer foar de Farao. Hy waerd kjel doe't er har seach, mar liet it him net skine. Al soe der wer in pleach komme moatte, slimmer noch as doe't it wetter yn bloed foroare, dan liet er dat folk net gean. O, hy hate se, dy beide mannen mei har lang griis burd en har bûnte mantels en as it net om dy frjemde, machtige god wie, dan bande er se bûten syn hûs en syn lân. Mar nou moast er nei Aäron harkje, oft er woe of net. ‘Sa seit de Heare: Lit myn folk gean, dat hja My tsjinje meije. Mar astû wegerst it gean to litten, sjoch, dan sil Ik Egypte mei frosken slaen; dy sille opkomme út 'e rivier yn dyn hûs en yn 'e huzen fan dyn tsjinstfeinten en de frosken sille by dy en by dyn folk opspringe.’

De kening huvere. Frosken, dy't as in leger Egypte yntsjen soene en dy't sels yn 'e huzen kamen! Koe dat dan? Mar as dy god it sei, dan soe it ek wis barre. It soe net noflik wêze, al dy bisten in jins hûs, mar ien treast wie der: it die net sear en der kamen gjin deaden fan! Hja moasten net miene, dy Mozes en syn broer, dat er om hwat ûngeriif syn slaven frij litte soe.

En de oare deis, doe't de pleach bigoun en de frosken by tûzenen út it wetter kamen, de wegen lâns en de lannen oer, de doarpen yn en yn 'e keningsstêd, doe't se de hutten ynkrongen fan 'e earmen en yn Farao syn hearlik hûs, doe liet de koppige kening de tjoenders roppe en naem se mei nei de rivier. En doe die it wer bliken, miende de kening, dat syn goaden neat minder mânsk wiene as de god fan Israël, hwant hja lieten like goed frosken opkomme oer Egyptelân! Net dat der forlet wie fan mear fan dy bisten, mar hja koene it dan dochs mar en hy hoegde dus net bilies to jaen. Hy frege mar net oft hja de frosken ek wer fuort krije koene, hoewol dat oars wol sa goed west hie...

It waerd in swiere pleach, slimmer as de Farao earst tocht hie. Hy hie syn tsjinners oplein om de doarren ticht to hâlden, mar dat koe net altyd en hja koene de bisten net bûten keare: troch de brede gongen hipten se en yn 'e wide troanseal; de bakkers founen se yn 'e baktrôggen en fisken se út it daei; yn 'e wetterkrûken sprongen se en yn 'e keningswyn, dat de Farao mocht it iten net mear en walge fan 'e spizen. Nachts koe er der net fan sliepe en syn froulju yn 'e harem wiene alhiel oerstjûr en de lytse prinsen yn 'e widze gûlden de lange dagen lâns. Soms as er op syn troan siet sprongen se oer syn fuotten en as er roun trape er der op. En sa't it yn it paleis wie, sa wie it yn alle huzen, yn hiel de wide delta.

Doe't it in dei-mannich duorre hie, koe de kening it net mear úthâlde. As it net ophâldt, tocht er, dan wurd ik noch dwylsinnich. Deis koe er syn wurk net goed mear dwaen en nachts krige er gjin rêst. Hy skamme him, mar hy liet Aäron en Mozes roppe. Hy sloech de eagen del en démoedich frege er: ‘Bid dochs ta de Heare, jimme god, dat er dizze frosken weinimt fan my en fan myn folk en dan sil ik dat folk gean litte.’

Mozes bûgde djip, mar yn syn hert leaude er dy moaije wurden net. It wie oft der hwat fan spot yn syn eagen blonk, doe't er sei: ‘De kening moat mar sizze hoe't er it hawwe wol. Hwannear sille wy bidde, dat de frosken fordylge wurde út it lân fan Egypte?’ It lei de Farao op 'e lippen om to sizzen: Nou daliks! mar doe bitocht er him; hja hoegden net to witten hoè slim er dizze forskrikking foun! ‘Moarnier’, sei er út 'e hichte. En doe't er it sein hie spiet it him. Nou moast er noch in joun en in lange nacht mei dy bisten oanpiele.

Forgrime seach er Mozes en Aäron gean. Heech en rjocht stoepen se dêr hinne, as minsken dy't de slach woun hawwe. As er net sa bang wie fan dy skriklike god, dan hongen se hjoed noch heech oan 'e peal. Mar dat folk wie noch net los! As earst dy pleach mar oer wie...

De oare moarns rôp Mozes de Heare oan en fan dyselde ûre of stoaren de frosken út 'e huzen en út 'e fjilden wei. Oeral leine

de deade bisten yn 'e gleone sinne en mei man en macht fagen de Egyptners se byinoar en skepten se oan heappen. Yn 'e lette joun flammen oan alle kanten de fjurren en de stank fan baernend flesk hong yn 'e soele loft. Mar dy nacht foar it earst wer koene de minsken rêstich sliepe.

Doe't Aäron en Mozes de oare deis kamen en fregen hwannear't hja nou it folk de woastine yn liede mochten, doe woe er har net ûntfange. Nou't de pleach oer wie, liet er it folk net gean. Sa briek de Farao, de machtichste hearsker fan 'e wrâld, syn keningswurd.

De trêdde pleach kaem yn it lêst fan 'e simmer, doe't it broeisk wie en hjit. Dizze kear kamen de beide bruorren net om it oan to kundigjen en dizze pleach wie slimmer as de beide earste. God hiet Aäron om mei syn stêf it stof fan de ierde to slaen en dêrmei waerd it ta machtige swermen fan miggen. De minsken wiene suver forlegen, sa feninich stieken dy bisten; op it lân waerd it fé ûnrêstich en yn 'e stâllen sloegen de hynders fan 'e kening peallen en balken stikken. En oeral kamen dy fûle bisten: yn 'e liemen hutten fan it boerefolk, yn 'e wite huzen fan 'e riken, yn 'e sliepkeamers en by de lytse bern yn 'e widze.

En dizze kear koene de tsjoenders it net neidwaen. Hja seine it sels: ‘Dit is Gods finger!’ en hja tochten: nou sil de kening wol ynsjen dat er net tsjin dy frjemde god op kin en nou sil dat slavefolk dan einlings frij krije. Hja hopen it, hwant as dit sa trochgyng, hwat soe der dan fan Egypte wurde? Mar de kening sloech har rie yn 'e wyn en syn greatske hert waerd der stiif tsjin yn, dat er Israël net gean liet. En doe't op it lange lêst de pleach wer oer gie, tocht er grimitich: Dizze kear haw ik it woun! Ik haw my net fornedere foar dy beide mannen en sûnder dat hja bidde giet de pleach ek oer. As er mar folhâldde en net bang wie, dan woun er it wol op 'e lange dûr.

Dyselde simmers noch folge op 'e trêdde pleach de fjirde. Op in moarn doe't de Farao op wei wie nei de rivier, troffen Mozes en Aäron him en seine: ‘Sa seit de Heare: Lit myn folk gean, dat hja My tsjinje, hwant astû it net gean litst, sjoch, dan sil Ik op dy en op dyn folk brimzen ôfstjûre en jimme huzen sille fol brimzen wêze, ja sels de groun dêr't hja op steane. Mar it lân Gosen, dêr't Myn folk wennet, sil Ik dy deis ôfsûnderje, dat der gjin brimzen binne en jim sille gewaer wurde dat Ik, de Heare, midden yn it lân bin. En de dei fan moarn sil dit teken barre.’

In lange dei hie de Farao tiid om him to birieden, mar ek dizze kear forhurde er syn hert. Hy woe de minste net wêze foar dy frjemde god en bûtendat koe er dy slaven net misse ta syn greate plannen. En ien kear soene dochs wis dy rampen wer ophâlde? De deis dêroan kamen de brimzen opsetten yn machtige swermen en foelen op minsken en bisten oan en noch pynliker stieken se as earst de miggen. It waerd in swiere pleach en wer hiene de Egyptners nachts noch deis rêst. Sels de kening bigriep dat it sa net langer koe; dy god soe noch in kear syn hiele, bloeijende lân fordjerre en it folk soe tsjin him opstean. En dat de brimzen net yn Gosen wiene, dat wie noch it greatste wûnder! Der siet neat oars op, hy moast Mozes en Aäron komme litte en freegje oft hja foar him bidde woene. Mar dêrom liet er dat folk noch sa mar net oer de grinzen gean!

‘Gean hinne’, sei er, ‘hâld om my dat offerfeest, mar dan net yn 'e wyldernis, mar hjir yn myn lân.’

It wie Mozes, dy't him fan antwurd tsjinne. ‘Mar dat kin net, o kening, hwant wy moatte ús God skiep offerje en kij en by jins folk binne dy hillich. As wy it weagen en offerje foar de eagen fan 'e Egyptners har goaden oan ús God, dan soene se tsjin ús opstean en ús stiennigje.’ De Farao koe der neat tsjin ynlizze: hy wist to goed hoe hillich de kou en it skiep yn Egypte wiene en sels foreare er se ek. Né, noait soe dat slave-folk syn goed lân ûntreinigje mei har ûnhillich offer. ‘Nou goed’, sei er doe, ‘jim meije offerje yn 'e woastine, mar gean dan net al to fier. Bid foar my!’

Mozes seach him oan. ‘Ik sil wer bidde en moarn sille de brimzen weinommen wurde, mar lit de kening ús net wer bidrage, lyk as dy earste kear.’ De Farao forbiet syn woede. Sa fier wie it dus al kommen, dat dy Hébréër him foar in bidrager útmakke! En it bitterste wie noch dat it ek wier wie! De oare deis hâldde de pleach fan 'e brim-

zen op, mar de kening liet it folk net gean. Dizze kear skamme er him ek net mear...

In skoft letter gyngen Mozes en Aäron wer nei de kening en kundigen him de fyfte pleach oan. As er it folk net gean liet, soe der in swiere pest útbrekke ûnder it fé en de bisten fan 'e Egyptners soene deagean, mar fan it fé fan it folk Israël soe der net ien stjerre.

Mar ek dizze kear harke de Farao net nei har. Hy bigriep dat dizze pleach de swierste wurde soe dy't der noch west hie. By al de oare pleagen, hoe freeslik it ek wêze mocht, gyng it net om it bisit fan 'e minsken: as ienris de pleach foarby wie, wie alles wer as by âlds en wie it leed gau forgetten. Mar al dat skoandere fé dat stierre soe oan 'e pest, dat kaem net wer. En dochs woe de Farao him net skikke en harke er net nei Aäron: syn lân mocht earm wurde, as hy de hurde holle mar net hoegde to bûgen.

En de oare deis bigoun it en tûzenen bisten gyngen dea; de hynders leine dea yn Farao's romme stâllen, mar ek de geit yn 'e hut fan 'e earme; de ezel fan 'e lytse keapman stoar en de kamielen fan 'e rike en hûnderten bisten rekken dea yn 'e machtige keppels lytsfé. It waerd in ramp foar Egypte en jierren soe it duorje ear't it forlies wer oerhelle wie.

De kening liet ûndersyk dwaen yn it lân fan Gosen en it kaem út sa't Mozes en Aäron sein hiene: fan 'e Israëliten stoar gjin inkeld bist. Nou wist er dan, dat dy god fan dat slavefolk de macht hie om syn folk to biskermjen, mar noch joech er net ta. Noait liet er dat folk fan 'e Hébréers út Egypte gean; ien kear soe dy god bigripe dat er it dochs net winne koe en soe er him mei rêst litte...

Mar de Heare joech de striid mei de Farao nèt op en krekt sa lang soene syn pleagen oer it lân fan Egypte gean, dat syn folk yn frijheit gean soe út it lân fan slavernij. Op syn bifel namen Mozes en Aäron jiske út 'e oune en smieten it foar Farao's eagen omheech, dat it ta fyn stof waerd oer hiele Egyptelân en ta swolmen oan minsken en bisten. It waerd sa slim dat hast elkenien yn Egypte swolmen hie en sels de tsjoenders koene fanwege de swolmen net foar Mozes forskine. Mar hoe swier't de pleach ek wie, noch liet de Farao syn slaven net frij. En doe kamen der oer it fruchtbre Egypte twa pleagen, sa slim as noch net ien earder west hie.

It wie winter en op 'e fruchtbere lannen yn 'e delta stie it winterkoam al heech en yn 'e ier en it flaechs bloeide mei dimmene wite blomkes; it wie in lust foar de eagen en it biloofde in rike risping. Yn dy tiid kamen Mozes en Aäron wer by de kening en kundigen de sawnde pleacb, in swiere hagel, oan. ‘Hwant dizkear’, seine se, ‘sil de Heare al syn pleagen stjûre, as swiere slaggen rjocht tsjin jins greastke hert en tsjin jins feinten en tsjin jins folk. Sa seit de Heare: oars hie Ik myn hân wol útstutsen en dy en dyn folk mei de pest fordylge, mar dêrfoar haw Ik dy sparre, dat Ik dy myn krêft sjen litte soe, en dat myn namme forkundige wurde mocht oer de hiele ierde. Sjoch, moarn om dizze tiid sil Ik in swiere hagel jaen, sa swier as der net west hat salang Egypte bistiet. Nou dan, helje dyn fé en dyn feinten yn 'e hûs, hwant hwa't op it iepen fjild is, op dy sil de hagel falle en hy sil it bistjerre.’ En somber siet de kening op 'e hege troan en rieplachte mei syn tsjinners. As er nou de minste wie en de holle bûgde foar dy strange god, dan soene gjin rampen mear komme oer syn lân en yn 'e Maeitiid soene de boeren de fruchten rispje en yn 'e skuorren bringe; nei al de skea dy't de fé-pest brocht hie, kaem it harren ta. Mar oan 'e oare kant, as er dat folk gean

liet, wie er al syn bou-slaven kwyt, dan koene de greate bou-plannen net klear en soe alle wrâld witte dat hy, Farao, de striid tsjin de frjemde god forlern hie. As de hagel kaem, en it flaechs en it koam fornielde, dan soene de earmen gjin klean ha en gjin iten - it wie bigreatlik, mar it moast dan mar sa! By einsluten wie de Farao mear as Egypte en de kening mear as it sljocht-wei-hinne folk! Dat sa foel it bislút fan 'e kening en 'e hege hovelingen: it folk fan 'e Hébréërs kaem net frij; de hagel mocht komme.

En de oare deis op 'e stelde tiid stie Mozes op it iepen fjild en stiek de hân mei de stêf omheech nei de himel. Fuortdaliks kamen út 'e fiere kym de donkere ûnwaerswolken omheech; de blauwe loft waerd swart en út 'e leechhingjende wolken sûze de hagel

del. It kleitere oer de huzen fan 'e stêd, oer de skuorren en de hutten en ûnbarmhertich sloech it del op it koarn-yn-'e-ier en it bloeijende flaechs, op 'e keppels dy't noch bûten wiene en op 'e slaven dy't wurken op it lân. It duorre uren oan-ien en as it efkes opljochte en in wetterige sinne blonk oer it wite lân, dan skouden wer nije wolken foar it swurk en op 'e nij kletteren de buijen. En oan-ien-wei rôlle de tonger oer de lannen en yn'e skiere hagel flikkere aloan de wearljocht. En dan wer, tusken de hagelbuijen, reinde it, sa stjelpich as it allinne mar reine kin yn it Easten.

De oare deis wie it noch net oer en beevjend sieten de boeren yn 'e hûs en hearden nei it kletter jen fan 'e buijen; hja koene neat sjen fanwegen de tichte hagel; mar hja wisten sa wol dat it koam en it flaechs foargoed fornield wiene. En bitter tochten se: wurdt dy greatske kening dan noait wizer, weaget er alles der oan, it folk en it lân en de risping fan 'e Maeitiid? Kaem er dan noait in ein oan al dy rampen en oan 'e grime fan 'e goaden?

Doe't it swier waer mar net bikaem en al mar wer de swiere hagel foel, doe liet de Farao Mozes en Aäron komme en sei: ‘Ik haw ditkear sûndige, de Heare is rjochtfeardich, mar ik en myn folk, wy hawwe skuld. Bid dochs ta de Heare, der hawwe nou genôch tongerbuijen en hagel west. Dan sil ik it folk loslitte en hoege jim net langer to bliuwen.’

Skerp seach Mozes de kening oan. Sa dúdlik hie er noch nea to foaren syn skuld biliden, mar efter syn from gesicht seach Mozes syn falsk hert. ‘Ik sil bidde’, sei er eamstìch, ‘mar hwat jo en jins feinten oanbilanget: ik wit dat jim noch net freezje foar it antlit des Heare.’ Doe gyng er, en bûten de stêd heve er de hannen nei de himel en bea foar de kening dy't al wer sinde op nij bidroch. De rein en de hagel en it ûnwaer hâldde op, mar op it fjild lei it koarn fornield en it kostber flaechs en op plakken, ûnder de wite hagel, leine minsken en dieren dea.

Mar de kening forhurde syn hert, hy en syn hovelingen...

It wie wer in goed moanne letter, doe't de Heare Mozes jitris oanspriek en tsjin him sei: ‘Gean nei de Farao, hwant Ik haw syn hert forhurde en it hert fan syn feinten, dat Ik noch mear wûnders yn Egypte dwaen mei en dat jim oan jimme bern en bernsbern forhelje kinne, hwat Ik oan Egypte dien haw.’

En wer stiene Mozes en Aäron foar de kening en wer seine se him it godswurd oan. ‘Sa seit de Heare, de God fan 'e Hébréën, hoe lang wegerstû dy to fornederjen foar myn antlit? Lit myn folk gean, dat hja My tsjinje. Hwant astû wegerst myn folk gean to litten, dan sil Ik moarn sprinkhoannen yn dyn lân bringe. En hja sille it oansjen fan it lân bidekke, dat der gjin lân mear to sjen is en hja sille alles ôfite dat it lân opleveret en hja sille yn dyn hûs komme en yn 'e huzen fan dyn en yn alle huzen yn it hiele lân, lyk as it noait to foaren west hat, fan 'e dei dat dyn âffears op 'e ierde libben oant hjoed de dei ta.’

Doe kearden se har om en gyngen fuort en yn 'e seal bleau de kening achter mei syn hovelingen. Hy wie net fan doel om ta to jaen, de Farao, mar syn tsjinners wiene bang wurden fan dizze nije pleach. It stie der al sa min foar dit jiers, nou't it flaechs en it koarn fornield wiene troch de hagel en as nou de sprinkhoannen noch kamen en it weet en 'e spelt ôffrieten, dan soe it honger wurde yn it fruchtbere Egyptelân. En bitter seine se: ‘Hoelang sil dy man Mozes jo noch forlokje ta it kwea? Hoelang sil er noch de iene ramp nei de oare oer dit folk bringe? Lit dy lju dochs gean, dat hja har god offerje kinne; witte jo nou noch net dat Egypte forlern is?’

De kening doarst net tsjin har yn to lizzen. Hy fielde dat hja gelyk hiene en hy wie ré om noch ris wer mei Mozes to praten. Om him mochten se dat offerfeest hâlde yn 'e wyldernis, as er mar wissichheit hie dat hja werom kamen. Hy wonk en hja rôpen Mozes en Aäron werom en de kening sei: ‘Ik haw my biret; gean hinne en tsjinje de Heare yn 'e steppe. En hwa en hwa geane mei op dy fiere reis?’

Hy frege it och sa freonlik, net oars as hie er noch net bigrepen dat it hiele folk mei úttsjen moast. En út dy simpele fraech wist Mozes daliks, dat noch syn hurde hert net bruisen wie en dat de pleach al komme soe. Skerp sei er: ‘Né, mar wy geane allegearre! Ús jonge minsken geane mei en ek de âlderein; ús soannen, mar ek ús

dochters; ús skiep en ús kij; hwant wy hawwe feest foar de Heare en foar Him is alles dat wy hawwe.'

Lilk sprong de Farao op. 'Nou wit ik hwat jim doel is mei dat offerfeest', sei er húnjend, 'jim wolle alles mei hawwe en dan net werom komme! Jim freegje frij om in ein de woastine yn, mar jim wolle foargoed út Egypte. De mânlju allinne, dy meije gean, mar froulju en bern bliuwe hjir.' En doe't Mozes en Aäron dêr net iens oer prate woene, kamen de wachten en jagen har it keningshûs út.

De oare moarns stiek Mozes de stêf omheech en swaeide dy oer it lân fan Egypte. In sterke Eastewyn stiek op en waeide de lange gleone dei en de stille, soele nacht; doe't it ljocht waerd de moarns, kamen de earste swermen opsetten. It like yn 'e fierte in smelle, donkere streep boppe de Easterkym, mar al heger kaem it, al greater waerd it: in libbene, weagjende wolk fan sprinkhoannen. En achter dy earste swerm kamen nije en dêrefter wer oare, greater noch en driigjender, dat it der donker fan waerd oer it griene lân. En dêr't se delstrieken, by miljoenen en miljoenen, en yn lagen opinoar, bleau gjin inkeld plantsje stean en gjin sprútsel gêrs, As alles keal wie, fleagen se wer op, en fierder foelen se wer del en sa skearden se in brede strook fan 'e delta en dat hja oersloegen frieten de swermen op dy't nei har kamen.

It folk fan Egypte seach se kommen, swijend, de wanhoop yn it hert. Dizze sprinkhoannen wiene greater as dy't oare simmers wol ris kamen en de swermen wiene sa machtich en sa great dat hja se net fordriuwe koene, lyk as hja oars wol bisochten. En net allinne it griene lân bidieken se, mar by protten fleagen se de huzen yn en strieken del op it iten en op 'e bêdden en tsjûker as in kleed leine se op alle flieren. Sels yn 'e stêdden foelen se del op 'e platte dakken en yn 'e smelle strjitten en al fierder gyngen se Egypte yn. En dêr't se west hiene leine de ikkers dea en keal en slimmer skeind as fan 'e swierste hagel en de beammen stiene keal, de skylde tûken omheech nei Gods blauwe loft.

De Farao, doe't er sjoen hie, hoe slim it wie, liet Mozes en Aäron roppe. 'Ik haw sûndige tsjin de Heare jimme God, en tsjin jimme, mar nou, forjow my dochs ditkear myn sûnde noch en bid ta de Heare, dat er dizze dea fan my weinimt.'

En ek nou wiene se de falske kening to wille en heve Mozes de hannen op ta de Heare syn God. Daliks foroare de wyn: it waerd in stoarm út it westen en dy fierde de sprinkhoannen mei, de kant op nei de Reidsé. Ûren en ûren duorre it en de Egyptners seagen se yn brede wolken foar de sinne lâns waeijen, it Easten yn. Hja wiene net ienris tige bliid mear: it lân wie ommers doch al keal. Doe't de stoarm bikommen wie, wie der nearne mear in sprinkhoanne to sjen. En de Farao foun it doe net mear nedich om it folk fan Israël frij to jaen...

De njoggende pleach kaem alhiel ûnforwachte, sûnder dat sels de Farao it wist: in neare tsjusternis, dy't trije dagen duorre. It wie foaral foar de Egyptners, dy't de sinnegod Ré forearen, in djippe skande dat de god fan dy forachte Hébréërs de sinne fortsjusterje koe, de sinne dy't oars sa heech en hearlik oer it lân fan Egypte hearske. En it alderslimste founen se noch, dat se letter hearden, dat it ljocht west hie yn it lân fan Gosen.

It wie ek gjin gewoane tsjusternis, lyk as men dat nachts by tsjustermoanne ha kin, mar men koe it donker fiele en taeste - miskien dat it swiere sânstoarmen west ha - en de Egyptners skûlen bang yn har huzen en sieten dêr't hja sieten. Hja doarsten

suver net fan har plak en seagen de iene de oare net; it wurk stie stil en it iten bleau der by en hja wiene de tel fan de ûren kwyt. Suver as stie de tiid stil, sa stadich gyngen de dagen om.

En as hja nou witten hiene dat it mei trije dagen wer ljocht wurde soe, dan hie it lichter to dragen west, mar dat wist sels de Farao net en guon fan syn feinten wiene bang dat dit de ein wêze soe, dat it gjin dei wer waerd. Op it lêst bigoun it sels de Farao oan to gean en hy liet Mozes en Aäron komme. Lyk as alle kearen kamen se daliks. Mar Mozes wist dat it ek dizze kear wer om 'e nocht wie, dat de kening ek nou de greatske nekke net bûge soe; hy wist dat der noch ien pleach komme moast, en dat dan it folk út Egypte tsjen soe. De kening liet har fuortdaliks fiele hoe fier't er op it úterst gean woe: ‘Gean hinne’, sei er ‘en tsjinje de Heare, jim

God; allegearre meije jim gean, sels de lytse bern meije jimme meinimme; allinne jim skiep en kij sille wy salang biwarje.' Fansels koe Mozes dat sa net oannimme. 'Ek ús fé giet mei' sei er, 'alle skiep en alle kij, net in klei sil binefter bliuwe, hwant dêr sille wy fan nimme om de Heare ús God to offer jen; wy witte net iens yn it foar hwêr't wy de Heare mei tsjinje sille'.

Hy wist net hwat er dêr tsjin ynlizze moast en om't er neat bitinke koe, waerd er lilk. 'Gean hjir wei,' sei er driigjend, 'wachtsje dy derfoar datstû my net wer ûnder de eagen komst; hwant deselde deis datstû myn oantlit wer sjochtst, silstû stjerre!' En doe, foar it earst nei al dy kearen dat de Farao him bidragen hie waerd ek Mozes lilk. Heech en driigjend stie er foar de kening. 'It is goed, ik sil jo oantlyit net wer sjen, hwant sa seit de Heare: 'Der komt in dei dat ik útgean sil, midden yn 'e nacht en alle earstbernen yn Egyptelân sille stjerre, fan 'e âldste soan fan 'e Farao ôf oan't de âldste fan syn minste slavin, dy't achter de mole is en al it earstberne fan it fé en der sil in great gejammer wêze yn hiele Egyptelân, lyk as der nea west hat en lyk as der net wer wêze sil. Mar by alle bern fan Israël sil nimmen stjerre en gjin houn sil de tonge forwege, dat jim goed witte meije dat de Heare skieding makket tusken Egypte en Israël. Dan sille jins tsjinstfeinten ta my komme en foar my bûge en my smeke oft ik úttsjen wol mei al it folk dat my folgje wol. En dan sille wy út Egypte gean.' Doe kearde er him om, en mei greate stappen gyng er fuort, driigjend en gleon fan grime. De Farao doarst gjin hân oan him to slaen, al hoe graech er oars wollen hie.

De fjirde deis wie de loft wer klear en yn it Easten kaem de sinne op yn syn âlde gloarje. De Farao glimke. De sinnegod Ré wie dus doch noch sterker as dy god fan Israël!

De forlossing

DE TSIENDE PLEACH, DE LÊSTE en de âlderswierste, soe komme yn 'e moanne Abib - dit is by ús sahwat om Maert, April - en Mozes hie al tsjin de Farao sein hoe freeslik it wêze soe: yn ien en 'e selde nacht soene yn Egypte al de âldste soannen stjerre en alle earstberne fan it fé. Mar ek oan it eigen folk hie Mozes noch gâns to bistellen, hwant dyselde deis soe Israël út Egypte gean en dizze nacht mocht it noait, noait wer forjitte. It moast in feest wêze foar de Heare, alle jierren en alle ieuwen, net in feest fan wylde wille, fan dounsjen en musyk, mar in earnstich feest fan blidens om 'e bifrijing en fan djippe tank oan 'e Heare, dy't de earstbernen fan Egypte sloech en dy't de bern fan Israël sparre. Om't de Heare de húzen fan Israël foarbygean soe, krige it de namme Peaske, dat bitsjut: foarbygien.

De tsiende fan 'e moanne Abib moast alle man yn Israël in laem fan 'e skiep of fan 'e geiten útsykje en it opsette en biwarje; it moast in mantsje wêze fan in jier âld en der mocht neat oan mankeare. De fjirtjinde deis fan 'e moanne, de jouns, moasten de peaske-lammen slachte wurde; it bloed moast opfongen wurde yn in skael en it laem bret boppe it fjûr; neat mocht der brutsen wurde fan it deade laem, it moast yn syn gehiel op tafel komme. Fan it bloed moast elkenien hwat strike op 'e boppedrompel en op 'e sydposten fan 'e doar; it mocht net forgetten wurde, hwant dy nachts as de Heare yn alle húzen fan 'e Egyptners de âldste soan deadzje soe, gyng Er de huzen foarby dêr't bloed oan 'e posten siet. En wylst de Heare de omgong die yn it lân fan Egypte moasten de Israëliten it peaske ite: it fleis fan it laem mei ûnsuorre

brea en mei saus fan bitterkrûd. Hja moasten der tige om tinke dat der gjin sûrdaei yn it brea kaem; ja, elk moast fan to foaren alle sûrdaei wei dwaen op straffe fan 'e dea: sûrdaei ommers, is bidoarn en Israël moast in hillich folk wêze foar de Heare, suver en ûnbidoarn. Hja moasten it ek ite yn it leauwe: steande om 'e tafel, de mulriem om, de sandalen oan, yn it fêste bitrouwen dat nei dit miel de úttocht bigjinne soe.

En net allinne dizze greate en skriklike nacht moast it Peaske fierd wurde, mar to-nei ek alle jierren, de ieuwen troch, dat it folk-fan-God bistean soe. Sawn dagen moast it duorje en elke kear op 'e nij moast de heit oan syn bern fortelle fan 'e greate

‘*Gean dochs it lân út, hwant wy binne bang fan dy freeslike God...*’

forlossing út it slavehûs fan Egypte. Elk dy't yn 'e hûs wie moast it mei-ite, en as in húshalding it net op koe, dan moasten se mar buorlju noegje, mar der mocht neat fan oarbliuwe. De earste en de sawnde dei soene yn it bysûnder hillich wêze; dan moast it folk gearkomme en moast it gewoane wurk rêste.

Noch in oare, sparte ynsetting makke Mozes meiïens bikend. To-nei, om't God de earstbernen fan Israël sparre hie, moast elke earstberne soan lost wurde; dat bits jutte: foar elke earste soan moast in offer slachte wurde; sels de earstberne dieren mochten se net hâlde mar moasten se offerje of losse.

Al dy dingen skerpe Mozes it folk yn; de âldsten joegen it troch oan har sibbe en mei greate blidens makke it folk him klear foar de greate dei. Nei alles dat der bard wie, nei alle wûnders en pleagen, wie der gjin ien, dy't Mozes net leauwe woe of dy't twivele oan de forlossing.

En sa waerd it fjirtjin Abib, de dei fan Peaske en fan de tsiende pleach. It folk fan Israël wachte yn greate spanning op hwat der barre moast, de Egyptners wisten noch net hwat har boppe de holle hong; sels de Farao, al hie er heard fan it kommend oardiel, wist net hokker mannichste. Dy jouns, doe't út alle huzen dêr't Israëliten wennen, it deadsgebletter kaem fan 'e peaske-lammen, skrillen se op. Hwat wie der nou wer mei dy Hébréërs? Mar doe't alles rêstich bleau gyngen se op bêd en joegen se har ta de sliep...

Midden yn 'e nacht wiene se der wer ôf, hwant yn alle huzen dêr't Egyptners wennen, wie in deade. De Farao bûgde oer it bêd fan in deade prins, mar yn it hûs fan 'e earme slavin dy't deis oan 'e mole siet, wie ek in deade. Út alle finsters skynde ljocht en út alle iepen doarren kaem it lûde jammerjen. Nou wisten se earst goed hoe machtich de Heare, de God fan Israël, wie; it fleach har oan en hja tochten: dat folk moat fuort, nou fan nacht noch, oars stjerre der noch mear fan ús bern. En yn har greate eangst gyngen se nei de Israëliten ta en seine: ‘Gean dochs it lân út, hwant wy binne bang fan jimme, bang fan dy freeslike God en bang fan dy man Mozes mei syn wûnder-stêf. En as jim hjir noch langer bliuwe, dan docht er ús allegearre de dea’. Doe seagen se binijd om har hinne en seagen nei de tafel mei it peaske-laem en de krûden en fan 'e tafel seagen se nei de minsken dy't reisfeardich wiene en steande ieten. Wisten se dan hwat der barre soe yn dizze skriklike nacht? En doe't de mannen fan Israël seine: ‘Wy steane klear om fuort, mar ús God hat sein dat wy goud en sulverspul mei ha moatte en pronkklean foar ús greate bern, foar al it wurk dat wy yn Egypte dien ha.’ - doe fleagen se nei hûs en brochten it: sulveren skalen en bekers en moaije klean en ringen fan goud en smieten it har foar de fuotten. En dizze kear waerd ek de Farao bang. Nou hoegden syn hovelingen him net oan om Israël gean to litten, nou liet er Mozes witte: ‘Meitsje tarissing, tsjoch út it formidden fan myn folk en tsjinje de Heare, lyk as jim sein hawwe. Nim ek jim skiep en kij mei en gean fuort de woastenije yn en as jim offerje, tink dan ek om my en bid om in seine’.

Bliid gyngen Mozes en Aäron werom nei har eigen folk en noch dyselde nachts joegen de trompetten it signael: ‘Op mars’. Doe smieten se dan foar it lêst de doarren iepen en namen it ark dat ynpakt klear stie en hellen de bisten út 'e stâl en sa teagen se op nei Ramses, de stêd dy't Mozes opjown hie. Dêr sloegen se doe in kamp op mei tinten lyk as de hoeders brûke en dêr bakten se it brea, ûnsuorre, foar de lange reis.

Fan Ramses teagen se fierder, bliid en tankber, moedich de wei lâns nei de grinzen. Hja wisten dat hja net de koartste wei lâns mochten nei it biloofde lân; Mozes hie har al forteld dat hja in greate omwei meitsje moasten by de Godsberch, Hoareb lâns. Dêr by dy berch soene se de stim des Heare hearre en dêr soene se forgoed Syn folk wurde en soe Er har Syn wetten jaen. Hearlik wie dat, in God to hawwen sa machtich as de Heare, dy't de heidenen syn greate macht fiele liet en dy't syn folk genedich wêze woe.

Doe't hja op mars gyngen, gyng de Heare sels foar har út, lyk as in hoeder foar de skiep. Hja koene Him net sjen, hwant gjin minske-eagen kinne Syn glâns forneare, mar hja seagen de wite wolk dy't Er, as in wide mantel, om syn hearlikheit hinneslein hie. En as it tsjuster waerd, jouns, dan wie it oft in fjûr binnen yn dy wolkkolom gloei-

de en dan waerd it kamp ljocht, dat hja har yn 'e nacht rêdde koene.

En wylst it blide folk de earste deis marsjearde, in einleas leger fan mânlju en froulju en bern, fan keppels kij en skiep en geiten, in frij folk nei al dy jierren fan bittere slavetsjinst, brochten de Egyptners de deaden nei it grêf, dy't de Heare slein hie, de nachts fan 'e úttocht.

'*it hynder en syn ruter...*'

DOE'T IT FOLK ISRAÊL HAST BY de grins fan Egypte wie, kaem de Heare Mozes to foaren en hiet him werom to gean en in legerkamp op to slaen tusken Migdol en 'e sé, op in plak dêr't de Reidsé op it smelst wie. 'Nou't jim net de grins oer gean', spriek de Heare, 'mar werom tsjogge, Egypte yn, sil de Farao tinke dat it folk fordwaeld is en Ik sil syn hert forhurdzje, dat er har efternei set, en Ik sil mysels forhearlikje oan 'e Farao en oan syn hiele legermacht en de Egyptners sille wiis wurde, dat Ik de Heare bin'.

It wie wol hurd, op it earste hearren, dat bifel des Heare, mar Mozes lei der net tsjin yn: der wie safolle bard, sûnt er in goed jier lyn God met hie by it lôgjende toarnbosk. Doe hie er fan alles bitocht om foar it wurd des Heare wei to winen, mar nou, nei de tsien pleagen oer Egypte, leaude er fêst dat alles goed komme soe, sels al laette God har op frjemde wegen en al roun hiel dit machtich folk fêst foar de Reidsé. Hy wie net mear de jonge, dryste prins, dy't miende dat er alles koe en dy't út eigen krêft syn folk forlosse woe; hy wist nou, dat allinne de Heare it dwaen koe. En al hoe frjemd er it foun, dat hja nou werom moasten en hoe swier it him foel om it tsjin it folk to sizzen, hy koe nou alles oerjaen en oeral woe er gean dêr't de wolkkolom har brocht.

Allinne it folk, dêr hie er wol noed mei, hoe't dy it nimme soene. Al in pear dagen wiene se nou op mars en nou hie alles om 'e nocht west en moasten se werom. It wie wol in swier stik foar in folk, dat sa lang al yn slavernij west hie en dat sa nei de frijdom útseach. Der wiene ek noch frjemden mei út Egypte tein, stammen dy't net by Israël hearden, mar dy't lyk as Israël fordrukt wiene en nou de kâns waernamen om frij to kommen. Dat frjemde folk koe de Heare sa goed net en as dy nou ris yn opstân kamen... En as dan syn eigen folk ek yn it forset kaem...

Mar dat koe nammers net! In folk dat sa wûnderlik forlost wie, in folk, dat des Heare macht fan sa tichteby sjoen hie, sa'n folk koe net tsjin Him opstean. Sa bliid hiene se west en sa tankber, dy nachts fan Peaske, soks dat forgeat sa mar net wer, dat bleau jin by, tiden en tiden lang. Hja wisten wol dat de Heare it har goed miende en achter Him oan soene se moedich op mars gean, it lân fan Egypte wer yn.

En wilens siet de Farao op syn troan, wrokjend en stûmsk, en tocht oan dat folk, dat er nou kwyt wie en dat er sa min misse koe. It muoide him dat er se gean litten hie en it hie net hoegd. Fansels, syn soan wie der net mear en dat wie in swier forlies, mar as it om de greatens en om de gloarje fan Egypte gyng, hwat wie dan it offer fan ien inkelde soan? In soan, dy koe men ek yn de oarloch forlieze en oarloggen gyngen der ek net om oer. Né, hy hie sterker wêze moatten, en nou wie de namme fan Egypte ta in spotslach wurden by de folken. Dat, doe't it birjocht kaem, dat dat slavefolk fordwaeld wie en stomp roun foar de Reidsé, wist er daliks hwat him to dwaen stie:

hy soe se achternei mei alle man en macht en skriklik soe er wraek nimme oer alles dat dy God him oandien hie.

En noch dyselde deis sloegen se de hynders yn en rieden seishûndert weinen it Easten yn, de kant op nei de sé; sels gyng er mei yn syn keningswein. Hy twivele der net oan, dat er dat folk werombringe soe. Hja hiene in machtich God, mar dy koe dochs alles ek net, oars soe er har wis wol oer de grinzen laet ha, en wiene se net fordwaeld. En hiel dy lange, wylde rit op 'e skokkende wein, tocht er oan syn wraek en hoe't er alle skande útwiskje soe yn bloed.

It folk fan Israël wie legere by de sé, doe't hja yn 'e fierte it bolderjen fan 'e weinen hearden. Earst koene hja it hast net leau-

we dat de Egyptners der oan kamen, hja hiene har sa feilich field achter Gods wolkkolom, mar doe't Mozes har moed ynsprekke woe en sei, dat de Heare sels de Farao mei syn leger hjir hinne lokke hie, doe waerden se lilk en opstannich. It joech neat, dat Mozes al sei dat God har helpe soe en dat dit de lêste kear wie, dat de Egyptners har bidriigje soene - hja wiene to bang om nei syn wurden to harkjen. Nou hie alles ommers om 'e nocht west: al dy moaije forhalen oer in lân dat fan molke en hunich oerroun, alle pleagen oer Egypte, de nacht fan Peaske, dizze bloedige, swiere mars! Nou soene strak de weinen fan 'e Farao ride troch it kamp en alles dat net út 'e fuotten komme koe sa gau, soe forplettere wurde; en hwa't al ûntkomme koe dy moast fan toarst of honger stjerre yn dizze keale steppe.

Yn har greate need forgeaten se alhiel dat de Heare har helpe soe, dat Er it mei in eed biloofd hie en dat gjin ding by Him ûnmûglik wie. Hja tochten net ienris oan Him, mar lilk gyngen se nei Mozes ta en mei bittere spot seinen se: ‘Wiene der miskien gjin grêven genôch yn Egypte, dat jim ús dêr wei helle hawwe om ús stjerre to litten yn dizze wyldernis? Hwerom hawwe jo ús dat oandien en lied ús ût Egypte? Hie ús der bliuwe litten; wy woene de Farao wol tsjinje, dan hie ús dit alteast bisparre bleaun! It fait net ta jins frou en bern stjerren to sjen troch it swurd...’

Mozes waerd kjel doe't er har dwaes en opstannich praet hearde. Hoe wie it mûglik dat hja sa bitter wêze koene, sa ûntankber, nei alles dat God foar har dien hie! Wie dit nou it folk, dat God de Heare útkard hie en dat oan syn hân troch de woastenije gean soe? Hwerom moast dit folk him altyd ôffalle, foar fjirtich jier, doe't hja him forretten oan 'e fijân, en nou wer, nou't hja opstiene tsjin God? En it slimste wie, dat it net de frjemden wiene, dy't him dit oandiene, mar it eigen folk. En tige earnstich warskôge er har. ‘Jim hoege net bang to wêze: hâld hoek, hwant de Egyptners dy't jim hjoed sjoen hawwe, sille jim net wer sjen yn ivichheit.’

Mar hja woene net harkje, sels net nei Mozes. Hwat jowe wurden, stumen se, tusken de fijân en de sé? Lit Mozes ús mar helpe, lit him in wûnder dwaen lyk as yn Egypte en oars is it better dat wy ús oerjowe. Doe wist sels Mozes net hoe't it fierder moast en hy klage syn need oan 'e Heare. Mar de Heare antwurde: ‘Hwat ropstû ta My? Siz tsjin Israëls bern dat hja op mars geane. En dû, stek dyn hân út oer de sé en spjalt har, dat jim midden troch de sé oer it droege geane. En Ik sil My forhearlikje oan de Farao en oan syn legermacht, oan syn ruters en oan syn weinen en de Egyptners sille gewaer wurde, dat Ik de Heare bin’.

It like in frjemd bifel, dat de Heare joech: hoe soene se opmarsjearje, as flak foar har de wei dea roun by de sé? Mar Mozes frege net mear; hy wist dat de Heare it goed mei syn folk meitsje soe en daliks stjûrde er de boaden troch it kamp mei it marsbifel. Yn alle haest brieken se op en achter Mozes teagen se op, it koarte ein wei nei de sé. Al tichter by kaem it lûd fan 'e Farao syn weinen en de achtersten seagen it flikkerjen fan 'e wapens yn it reade ljocht fan 'e ûndergeande sinne. Doe gyng de sinne ûnder en it waerd tsjuster. Mar de wolkkolom, dy't de hiele dei foar har út gien wie, dreau nou achter har, tusken it leger fan Israël en de Egyptners, de kant dy't nei Israël keard wie, ljocht en de oare kant donker. Sa kaem it dat de Israëliten de hiele nacht trochgean koene en dat de Egyptners neat sjen koene en wachtsje moasten op it ljocht.

Doe't it folk des Heare tichte by de sékant wie, liet Mozes har stilhâlde. Donker spegele it wetter by it frjemd en rossich ljocht en beevjend harken de foarsten nei it swiere rûzjen. Dit wie dus de ein fan alles; hjir hâldden alle wegen op en hjir moasten

se wachtsje op 'e Farao en syn weinen. En doe yn ienen waerden se stil fan ûntsach, hwant Mozes, de Godsman, roun noch fjirder, rjocht op it donkere wetter ta. Doarst er dan alles, dy wûndere profeet? Sjoch, dêr heve er de hân omheech en swaeide de stêf oer de sé, dy't suver syn fuotten roerde. En mei dat er de hân wer sakje liet, bigoun it fûl to waeijen; in stoarm út it Easten wei sloech del op 'e sé en hja seagen, hoe't oan 'e iene kant it wetter as in muorre stean bleau en hoe't it oan de oare kant weiwaerd. Hja stiene roerleas en seagen mei greate roune eagen: de stoarm forgeaten se, dy't skuorde oan har mantels en yn har eagen biet: hja seagen allinne mar mear it paed dwers troch

de sé en Mozes, dy't wonk en heech en rjocht de sé yn roun. En sa mar ynienen foel alle twivel by har wei, alle bangens en opstannigens en moedich gyngen se achter Mozes oan it paed lâns nei de djipte: hoe soene se ek noch bang wêze mei achter har de ljochte wolkkolom en foar har dy wûndere gids? Hoe soene se bang wêze tusken God en Mozes yn?

Hiel de lange nacht duorre dy frjemde mars en ûre nei ûre trieken se troch de sé, de tûzenen fan Israël, stam by stam, geslacht by geslacht, famylje by famylje; sterke keardels en jonge bern, memmen mei in berntsje yn 'e mantel teard, lyk yn de fleanende stoarm op; en efteroan de hoeders mei fé. Der wie net ien dy't efterbleau, net ien mear dy't bang wie; der wiene gâns dy't har skammen oer dy bittere wurden fan 'e oerdeis. En oan beide kanten fan it brede paed stie in donkere, glinsterjende muorre fan wetter: As nou de fûle stoarmwyn foel, dan soene de wylde weagen oer har hinne slaen en dan soene se fordrinke... Mar hja wisten dat de stoarmwyn waeije soe en it wetter stean, salang't de godsman Mozes net swaeide mei syn stêf.

En yn 'e skimermoarn, heech op syn keningswein, stie de Farao oan 'e kant fan 'e sé. Strak seach er nei dat donker paed en nei dy muorre fan wetter en dan gyngen syn eagen wer nei de fierte, nei dat frjemde ljocht fan dy frjemde god. Hoe moast it nou? Djip yn syn hert sei in stim: Gean werom. Dû hast de slach forlern en gjin kening kin it winne fan in god. Mar doe lôge syn grime op, wyld en hertstochtlik; hy hate dat folk fan slaven, dy Mozes mei syn stêf, en it meast noch hate er dy god, dy't him oermânsk west hie. Hy biet op 'e tosken en smiet de greatske holle yn 'e nekke. Dêr't dat folk fan 'e Hébréërs gean koe, dêr koene syn hynder-en-weinen ek troch. Koart rôp er in bifel en, boppe it gûlen fan 'e wyn en fan wein ta wein rôpen de soldaten it troch. Doe setten de sterke hynders ta en rige nei rige rieden se yn 'e sé.

It wiene de bêste soldaten dy't de Farao hie, dizze ruters op syn weinen, en hja wiene wend to gean dêr't de kening har stjûrde, mar noch noait to foaren hiene se in oanfal riden dwers troch de sé, tusken twa muorren fan wetter. Swier ploegen de izeren tsjillen troch it dampe sân en mar stadich kamen se foarút. Lûd rôpen de fuorlju en ûnbarmhertich kletsten de swipen.

En doe ynienen wie der foar har in hege wolkkolom; in fûl ljocht skynde har yn 'e eagen en hja wisten dat dit de ein wie: dy god fan 'e Hébréën seach har yn grime oan en gjin minske kin libje, dy't de goaden sjoen hat. ‘To-bek’, rôpen de offisieren, ‘de god fan Israël striidt tsjin ús. Werom!’ Wyld skuorden de fuorlju de hynders om, tsjillen rekken los, de puntise assen heakken yn 'e speaken; it waerd in wylde panyk dêr midden yn 'e sé.

Yn 'e fierte, oan 'e Eastlike kant, stie Mozes, de godsman en swaeide de stêf. De wyn foel like hurd as er kommen wie. It waerd stil. Doe bûgden de wettermuorren troch en oer weinen en hynders en minsken sloegen de weagen hinne. De fjûrgloed fan de Heare, de God fan Israël, wie it lêste dat hja seagen...

De Farao, biskamme en forslein, ried werom nei de keningsstêd. Dy god hie it dus dochs noch woun: nou't it to let wie, woe er it wêze, de greatske kening. Syn weinen miste er, syn hynders, syn ruters, en it folk fan 'e Hébréën wie frij. Nou koene se dan feest fiere yn 'e wyldernis! Hy hope dat er se noait, noait wer seach. Mei seis hûndert weinen wiene se útriden ta de slach, mei syn gefolch allinne soe er wer thúskomme yn 'e keningsstêd. En de skande...

Mar sterker dan de spyt om syn forlerne soldaten, om syn hynders en izeren weinen, wie syn haet tsjin Israëls God...

Letter op 'e moarn, doe't de weagen de deade soldaten smieten op it platte strân, songen de Israëliten har blidens út yn in lofsang oan 'e Heare. En as Mozes en in koar fan mânlju songen hiene, dan foelen Mirjam en in koar fan fammen yn mei it bliid refrein:

> ‘Sjong de Heare, hwant Hy is heech
> forheven,
> It hynder en syn ruter hat Er wurpen
> yn 'e sé.’

Mara

TUSKEN IT GRIENE EGYPTE EN DE keale granytbergen fan Sinaï leit de woastine, in keale, wide wyldernis fan sân en rotsen. Der wurdt sein, dat it yn âlde tiden dêr better wenjen wie as nou, dat der doe hwat mear wetter wie, mear beammen en mear iten foar it fé; yn elk gefal kaem it der doe ek al net rom om foar minsken en fé. Der binne plakken dêr't altyd wetter is en dêr't beammen groeije - hege palmen almeast, dy't gjin skaed jowe dat makket - mar sokke oäsen lizze soms dagen fier útinoar. Simmers reint it dêr net, mar yn 'e winter kin it soms spiele; dan rinne de djippe dellingen tusken de hege rotsen fol wetter en beken en rivieren rinne brûzjend it westen yn, de kant op nei sé. Mar meastal is it in koarte freugde en nei in dei-mannich is alles wer like toar en droech; it wetter is oplutsen fan 'e gleone sinne of weiwurden yn 'e groun. En bûten de oäsen groeit net folle: hwat stikelige strûken en hjir en dêr hwat toar en earmoedich gêrs, dat, dy't der wenje hawwe soms muoite om har skiep en geiten troch de tiid to krijen. Suver it hiele jier troch is it der deis hjit en baernt de sinne op 'e wide sânflakten en op 'e keale, swarte rotsen; mar winters kinne de nachten sa kâld wêze, dat men der net fan sliepe kin en leit to triljen yn 'e klamme, trochswitten klean.

Dat sa is dat lân: toar en wyld ûnder in skroeijende sinne en dêr moast it folk fan Israël lâns, in mars fan dagen en wiken nei de bergen yn it súden. It is al in ûndernimmen foar in karavaen, mei kamielen dy't de trachten tôgje en de folle wettersekken fan geitelear, mar dit wie in folk, mei froulju en bern en greate keppels kij en lytsfé, in folk dat nea net reizge hie yn 'e wyldernis en berne wie yn in grien en fruchtber lân.

Der wie by al dit folk gjin ien dy't de woastine better koe as Mozes. Net om 'e nocht hie er hjir fjirtich jier mei de keppel swalke en soms tocht er, dat sa'n machtich folk hjir mei gjin mûglikheit forkeare koe. Drinken, dat soe faeks noch gean, mar hwat moasten al dy minsken ite, as ien kear it peaskebrea op wie, dat hja meinommen hiene út Egypte? Hy wist it net, mar lykwols siet er der net oer yn. Dyselde Heare, dy't har út Egypte laet hie en troch de Reidsé hinne, dy soe har ek biwarje op dizze swiere, lange reis en har ienris bringe yn it biloofde lân. En hwat hindere it, dat hy, Mozes, net wist hoe't it moast, salang as God it wist en it ek dwaen soe? Dat sa marsjearde Mozes foar it folk út, moedich en rjocht en tige tankber foar alles dat de Heare oan har dien hie. En sa hearde it mei allegearre to wêzen, mei hiel dat forloste folk, dat in lang jier Gods wûnders sjoen hie en dat nou, efter syn wolkkolom, op wei wie nei syn hillige berch. Mar sa wie it net. Wis, hja wiene moedich op reis gien by de Reidsé wei, de tank yn it hert en in liet op 'e lippen, mar doe't hja in fiks ein roun hiene, né, doe stie de holle har net mear nei sjongen. Soe dat nou alle dagen sa moatte, sa'n bloedich ein rinne? Wie de sinne hjir altyd sa gleon en joech dat sân altyd sa waerm op en hie men altyd sa'n toarst? En swierder mouden de fuotten troch it sân en de froulju koene mar amper de lytse bern mear drage en de jonges en famkes fregen oan ien wei om drinken en oft se der nou hast wiene?

Dy nachts sliepten se yn 'e platte, broeiske tinten en ier op 'e moarn wiene se al wer reisfeardich. Ek dy twadde deis rounen se ûren. It wie oft de sinne noch fûlder stiek, oft in úre noch langer duorre. It skerpe sân dat al dy tûzenen fuotten opjagen, wie as in wolken om har hinne: it kaem yn 'e eagen, yn 'e earen, yn 'e mûle; it knarste har tusken de tosken, elke kear as hja ieten fan it droege brea. En al faker moasten

se drinke; it wetter mindere hurd yn flessen en sekken en it wie lij en smakke nei it geitelear.

De tredde deis rounen se wer in hiel ein en alles wie noch helte minder: de sinne, it sân, de toarst. Nou moasten se dizze dei in oäse fine, hwant it wetter wie sa goed as op; de measten hiene neat mear. Mar hoe't hja ek seagen, hoe't hja de seare eagen ek ynspanden, nearne wie it grien fan beammen, nearne it wiuwen fan fiere palmen; der wie oars net as sân en de donkere, hege rotsen.

Doe't der noait in ein like to kommen oan dy lange mars en it lêste wetter út 'e lêste flesse op wie, bigounen se to mompeljen. Yn Egypte wie it better as hjir yn dizze woastine. It wurk wie swier en de

driuwers wreed, mar der wie to-minsten drinken. Drinken! Alles soene se jaen wolle foar in slok drinken. Mar nearne wie wetter yn dizze gleone hel! En Mozes, dy roun dêr mar, krekt as wist er net hwat toarst en wurgens wie. Mar Mozes wie nou ienris gjin gewoan minske, dy koe men net rekkenje!

En doe ynienen seagen de foarsten it blinken fan wetter, earne njonken it paed. Mei ien slach foel alle wurgens fan har ôf. Wetter! Hja rôpen it troch oan dy't nei har kamen en hastich setten se op it wetter ta en lieten har falle oan 'e kant fan 'e mar. Mar doe't hja de earste swolch namen, wie it as reau de mûle har byinoar, sa bitter wie it. De triennen sprongen har yn 'e eagen, doe't hja it wer útspuije moasten. Nou wiene se sa bliid, dat der wetter wie en der sa nedich oan ta, en nou koene se it net drinke! As it noch hwat lij west hie, of der hie hwat sân yn sitten, sa krekt seagen se net yn 'e woastine nei in mars fan trije dagen; mar bitter...

En doe't hja der meiïnoar oer praetten, forheftich en mei folle gebearten, krige Mozes de skuld. Mei man en macht gyngen se op him ta. Hy hie har yn dizze skriklike wyldernis brocht, nou moast hy dan mar sizze hwat hja drinke moasten!

Fansels wist Mozes likemin hoe't it moast. Hy hie ek toarst en ek foar him wie it in swier stik, dat dit wetter net to drinken wie. Mar hy gyng net tsjin God yn it forset, hy stiek gjin fûsten omheech, hy twong net om wetter. Yn dizze selde woastine hie er wachtsjen leard. Hy rôp ta de Heare en daliks krige er antwurd. De Heare wiisde him in hout en hiet him, it yn it wetter to smiten. Sûnder bitinken die Mozes it; hy tocht net: hwat soe nou sa'n dead stik hout, mar fuort nei't er it der yn smiten hie, knibbele er en dronk. It wie lekker en hy wonk de oaren, dat hja har gong gean koene. Nei't elk him sêd dronken hie, warskôge de Heare it folk noch ien kear. Mozes moast har ynskerpje dat hja to-nei nei de stimme fan 'e Heare, har God, harkje moasten en dan soe Hy gjin ien fan al de kwalen op har lizze, dy't Er oer Egypte brocht hie.

Fan Mara - sa neamden se dat plak om't it wetter ‘mar’, dat is ‘bitter’, wie - trieken se fierder en kamen yn in djippe delling tusken hege rotsen; de oäse Elim. Der wiene sawntich palmbeammen en tolve wetterboarnen en op dat plak hâldden se rest en setten se de tinten op.

Letter trieken se wer fierder it Suden yn en kamen se yn 'e woastenije Sin.

Fleis en brea

AL LANGER AS IN MOANNE WIEne se nou op reis en it peaskebrea dat hja fuort nei de úttocht bakt hiene, wie nou op; ek fan it fé koene se net mear slachtsje, as der noch hwat oerbliuwe soe ta it offerfeest by de berch. It wie gjin wûnder dat hja der oer yn noed sieten hwat hja nou fierder ite moasten, mar ynpleats dat hja nei Mozes gyngen en fregen oft er bidde woe ta God, waerden se al wer lilk en opstannich. It wie oft hja neat leard hiene by Mara en alle goede wurden dy't Mozes dêr sprutsen hie út namme des Heare, liken wol forgetten. As hja dan dochs stjerre moasten, dan hie it mar better west, dat de Heare har slein hie, de nachts fan 'e tsiende pleach; it wie better to fallen troch syn hân as hjir stadich dea to hongerjen yn dizze steppe!

Driigjend stiene se om Mozes en Aäron hinne en bitter seine se: ‘Och, wiene wy mar yn Egypte stoarn, doe't wy by de fleispotten sieten en ús sêd ite koene oan brea. Hwant jim hawwe ús útlaet yn 'e woastenije, om dizze hiele gemeente stjerre to litten fan 'e honger.’

En wer brocht Mozes de fragen fan it folk foar de Heare. Hy wist dat hja Gods woldieden net fortsjinne hiene, hy wist dat hja in dwers en ûntankber folk wiene, mar lykwols bea er ta God om iten. Hie de Heare it net mei in eed biloofd, dat Er har bringe soe yn in lân fan molke en hunich? Né, net om dit twingend folk doarst Mozes to bidden, mar hy pleite op des Heare trou, op Syn leafde en Syn biloften. En ek dizze kear forhearde God him. ‘Sjoch, Ik sil jim it brea út 'e himel reine litte en fleis sil Ik jim to iten jaen. Tusken de jounen noch sille jim fleis ha, en moarnier en alle dagen sille jim sêdde wurde mei brea en jim sille witte, dat Ik de Heare, jimme God bin.’

Daliks nei't de Heare dizze wurden sein hie rôp Mozes de âldsten by him. Stil harken se nei hwat er to sizzen hie, biskamme om har ûnleauwe en ûngeduld. ‘Joun, dan sille jim witte dat it de Heare is, dy't jim út Egypte laet en moarnier sille jim Syn hearlikheit sjen: hwant joun noch sille jim fleis ite en moarnier sil it brea fan 'e himel reine. En as de Heare dat wûnder foar jim docht, it sil wêze om't Er jim bittere wurden heard hat, dy't jim ta Him sprutsen hawwe. Hwant wy binne mar gewoane minsken, Aäron en ik en net tsjin ús hawwe jim opsprutsen, mar tsjin 'e Heare. En nou, rop it folk gear, dat hja sjen meije dat hja it mei God to krijen hawwe en net mei ús!’

De âldsten gyngen hinne, bang en beevjend, en yn it greate tintekamp sei elk syn krite oan. Net folle letter, doe stiene se allegearre ré, datselde folk dat dy deis noch sa'n langst hawn hie nei de fleispotten fan Egypte en hja seagen, hoe't de Heare neijer kaem yn 'e wolkkolom en hoe't Er yn grime op har delseach. Bang sloegen se de hannen foar de eagen, dat se dy skriklike glâns mar net hoegden to sjen. Gjinien wie der, dy't nou de mûle noch opdwaen doarst, gjin ien dy't Egypte mear neamde en fan klearebare bangens fielden se de honger net ienris mear. It wie in forromming, dat einlings it fjûr yn 'e wolkkolom dôve en hja nei har tinten weromgean mochten.

En doe bigoun it lange wachtsjen op it wûnder dat dy jouns komme soe. Stadich krûpten de ûren foarby en al greater waerd de spanning. Hoe soe der nou foar de joun noch fleis komme kinne foar sa'n greate mannichte? Mar komme soe it, dêr doarsten se net mear oan to twiveljen, sûnt se dy middeis de hearlikheit des Heare sjoen hiene...

It kaem, doe't de sinne al hast ûnder gyng, it fleis foar al dy tûzenen. Oer de woastine, leech boppe de groun, kamen greate swermen fûgels oan setten; in soart fan patrizen wiene it: kwartels, en mei mêdde wjokslach roeiden se it Noarden yn. Mar krekt doe't se boppe it kamp wiene, koene se net mear en by tûzenen en tûzenen foelen se del; de hiele woastine om 'e tinten hinne, wie bidutsen mei fûgels. Hja hoegden se mar op to krijen en dea to meitsjen en dy jouns, yn it ljochtmoanne waer, ieten se har sêd oan it kostlik fleis en noch wie alles lang net op en bleau der genôch oer foar de kommende dagen.

It wie al let doe't hja har nei sliepen joegen, sêd en to-freden en tige binijd nei it brea dat fan 'e himel reine soe. Dizze kwartels, dy trieken wol faker oer de woastine, al wie it dan noait sa machtich, mar brea, hoe koe dat nou? Wit hoe ier dy oare deis wiene der al guon bûten, mar noch wiene se to let om it wûnder to sjen: om alle tinten hinne lei it al, roun en wyt as hiele fine hagel. Gjin-ien dy't it fallen sjoen hie, hwant it wie kommen mei de dauwe, mar it lei der en hja hiene it mar foar it opskeppen.

Mozes rôp de âldsten op 'e nij wer byinoar en fortelde har hwat hja witte moasten. Dat fleis, dat hiene se hawn foar ien kear om't hja de Heare útdage hiene en Hy har syn macht sjen litte woe, mar dit fine wite manna - sa neamden se it - dat soe tonei har spize wêze, al de dagen dat hja yn 'e woastine wiene. Alle moarnen weroan moasten se it opsykje, ier yn 'e moarn, foar't it wei-waerd yn 'e sinne; foar de man moasten se in gomer hawwe - ryklik fjirdel liter - en mear hoegden se net to sykjen, hwant it koe dochs net oan 'e oare deis ta duorje. Allinne de Freeds, dan soe der dûbeld lizze en moasten se dûbeld sykje, en dy kears koe it twa dagen goed bliuwe. Binammen dat lêste skerpe Mozes har goed yn: de sneon wie de Sabbat, de rêstdei en dan mocht der gjin ûnnedich wurk dien wurde; dat noait soe der manna lizze op sneon en dy't it net leauwe woe, dy moast dan mar foarby!

En doe bigoun it hiele folk to skeppen en de froulju makken it klear; it koe bakt wurde en sean en it hie in swiete smaek, suver as fan hunichkoeke. En dat it wûnder-brea wie, dat die dyselde moarns ek oars noch bliken: doe't hja it neimeaten mei de gomer hie dy't in bytsje socht hie, net to min en dy't gâns opskept hie, hâldde net oer. Sa ieten se dy moarns bliid as bern fan it brea dat út 'e himel reind wie en hja koene der net oer út, dat dat nou to-nei alle dagen foar har ré lizze soe. Wie it net in wûnder? Hokker folk hie in God lyk as de Heare, dy't spize joech yn 'e wyldernis? Hy hie it nôt yn Egypte mei syn hagel fornield en nou spiizge er mei dizze wûn-

der-hagel syn eigen folk! En hwat smakke it kostlik! Hja koene hast net sêd wurde, dy earste deis. It wie mar goed, dat hja doe dy moarns noch net wisten, dat hja dit swiete manna fjirtich lange bittere jierren ite soene...

Né, it wie gjin wûnder dat hja bliid en optein wiene, dizze swalkers yn 'e wyldernis, mar fansels, it wende al gau en doe't it in pear dagen gien hie, wie it nijs der al hwat ôf. Dat der wiene guon dy founen it wol hwat lestich, dat hja der alle dagen sa ier ôf moasten en dy sochten op in moarn dûbeld en lieten de helt in nacht oerstean.

De oare moarns, doe't alle man al wit hoe ier yn 'e skrep wie, draeiden se har noch ris prinshearlik om en gâns letter, doe't alle manna al raend wie yn 'e sinne, riisden se oerein en kaem it deksel fan 'e krûk: it stonk har to-mjitte en de maitsen krûpten der yn. Doe skammen se har en gyngen nei Mozes om to freegjen, hoe't it nou moast. Hja koene dochs gjin hiele lange dei mei de honger yn 'e hals rinne! Mar dat kaem neat ta to fallen, hwant Mozes sei har goed de wierheit: it wie eigen skuld, hwant hy hie it noch sà sein dat it net duorje koe. Wie it nou noch net moaijernôch dat God har brea joech yn 'e wyldernis, dat hja syn gebot net achtsloegen en har net oan 'e regel hâldden?

Dat lei har dochs heech, dy wurden fan Mozes en dat hja nou neat op 'e dis hiene, dy hiele dei en somliken seine by harsels: dit komt ús net wer oer! To-nei sykje wy alle dagen! Dat diene se ek: de freeds sels, doe't elken-ien dûbeld socht, hâldden hja mei ien gomer op. Der soe de sneons wol hwat lizze, tochten se, al wie it dan sa tsjûk net as gewoane dagen. Dat de moarns fan 'e Sabbat, lang foar't de dauwe oplutsen wie, stiene se al wer bûten mei krûken en leppels: der wie neat to sjen as sân en rots. Dizze kear wie net allinne Mozes lilk, mar de Heare sels spriek der oer tsjin him en lei him op om dat dwerse folk noch ris wer to wizen op syn Sabbatsplicht.

Gâns in skoft letter, doe't de Tabernakel der wie, hat Aäron in krûkfol apart set om it to biwarjen foar hwa't nei har komme soene.

Rafidim

YN IN MARS DY'T DAGEN DUORre teach it folk fan Israël út 'e woastenije Sin nei de greate fruchtbere delling, dy't letter de namme krige fan Rafidim. Der wie yn 'e hiele steppe tusken Egypte en Hoareb gjin better plak om to rêsten: de romte fan wetter wie der en fan gêrs foar de bisten en hja seagen der nei út om by de boarnen har tinten op to setten.

Mar doe't hja tichte by de delling kamen, die it bliken dat oaren har foar west hiene: in ôfdieling Amalekiten hie him nei wenjen set yn 'e griene flakte en soe fansels it plak net romje wolle foar dit slavefolk út Egypte. De Amalekiten stammen noch fan Ezau ôf en hiene it dochs al net op 'e bern fan Jakob stean. Dat der siet oars neat op, tichte by de lokjende oase, mar noch yn 'e toarre steppe, moast Israël it kamp opslaen.

Wol in swier stik wie dat, nei de lange reis, en doe't hja murken dat der sels gjin wetter wie op dat plak, waerden se fuort wer opstannich en smieten it ark der hinne en gyngen nei Mozes ta. ‘Mar dat kin dochs net?’ seine se, ‘in kamp opsette dêr't gjin wetter is? Jow jo ús dan wetter en dan is it ús goed.’ Hja bidoelden dat Mozes,

dy't al sa folle wûnders dien hie op Gods bifel, nou sels mar ris fan wegen komme moast. Dy man, dy't it wetter yn Egypte sloech dat it yn bloed foaroare, koe dy it sân fan 'e steppe net slaen, dat der wetter út kaem? Hy koe it yn elk gefal wol ris bisykje! Skerp wiisde Mozes har to-rjochte. ‘Hwat wolle jim mei my, dat jim by my komme om wetter? Jim witte wol dat dat fan 'e Heare komme moat en dat ik neat kin út mysels. Jim hifkje de Heare mei dat twingen en jim meije wol oppasse dat syn grime net oplôget.’ Dat fielden se doe dochs en in skoft hâldden se har stil. Mar mei it opsetten fan 'e tinten einde it net hurd en doe't de sinne noch gleoner waerd en it lêste wetter oprekke, waerden se alhiel forgrime. Driigjend, mei de fûsten oprôlle, stiene se om Mozes hinne en fan 'e bretaelsten griepen al nei stiennen. En forgrime seine se: ‘Hawwe jim ús faeks út Egypte opfierd om ús en ús froulju en bern stjerre to litten fan 'e toarst?’

Mozes wist net mear hwat er dwaen moast

en yn dy greate need rôp er ta de Heare: ‘Hwat moat ik dochs mei dit dôfhûdich folk? It skeelt net folle of hja sille my stiennigje.’ Ek dizze kear woe de Heare wer helpe. Hy seach net op 'e sûnde fan it folk, hy tocht mar allinne oan Syn eed, dy't Er sward hie en oan it roppen fan Syn freon Mozes en Hy lei him op nei de rots to gean en dêr op to slaen.

En sa teagen se doe yn optocht nei de hege rots: foarop, mei de stôk dy't in slang west hie, roun de man Mozes, fuort nei him kamen al de âldsten en dêrefter it gewoane folk. Suver bang seagen se nei Mozes op, sa heech en strang stie er dêr, en it wie dea-stil doe't er de stôk delsloech op 'e rots. En dêrmei briek de hurde stienrots iepen, it wetter brûsde der út en it waerd in stream as fan in rivier yn 'e winterrein. En allegearre dronken se lyts en great, âld en jong, sa't se net wer dronken hiene sûnt de deis fan Mara. It duorre lang foar't elk syn part hawn hie en foar't alle flessen en sekken oerrinnend fol wiene en doe skammen de measten har dochs en hja namen har foar dat it noait, noait wer sà soe. En op dat stuit mienden se it ek echt. As it har goed gyng en hja hiene nearne forlet fan, dan wie it noch net sa'n min folk, tocht Mozes, mar as it tsjinroun, dan wiene se krekt as de bern. En ta in oantinken oan har sûnde, neamde Mozes dat plak Massa en Meriba, hwant, sei er: ‘Hjir hawwe se de Heare hifke en mei my en Aäron tsierd.’

Nou't der wetter wie, gyngen se mei nije moed oan it wurk om it greate kamp yn to rjochtsjen, mar it wie noch net ienris goed yn oarder, doe't der hwat freesliks barde. De Amalekiten, dy't it net sette koene dat Israël nou wetter hie en net mear fan har boarnen ôfhong, foelen it kamp ûnforwachts fan efteren oan. In tal froulju en bern waerd as slaven meifierd en forskate mânlju foelen yn 'e ûnforwachte striid, noch wurch dat hja wiene fan 'e lange reis. En lang foar't de Israëliten mei man en macht opsetten kamen, wie it ûnheil al bard en wiene de flugge rôvers al wer fordwoun yn har kamp yn 'e oase. It hie ek alhiel har doel net west om de striid tsjin it hiele folk oan to gean, hja woene iderkear wer fan dy ûnforhoedse útfallen dwaen en rôvje en moardzje, yn 'e forhoping, dat de Israëliten dan wol bang wurde soene en werom gean.

Mar it wie Mozes syn doel net om foar Amalek to wiken! De Heare woe syn folk nei de Hoareb Iiede en gjin folk, hoe wreed en dryst it wêze mocht, soe dêr tusken komme! Dy falske bern fan Ezau wiene fan efteren oanfallen op froulju en bern, mar Israël soe har oerwinne yn in earlike, fûle striid. Hy rôp Jozua, de soan fan Nun, in man dy't gâns jonger wie as hysels en lei him op, in leger gear to roppen en it oan to fieren tsjin 'e fijân.

It duorre net lang of Jozua hie in fiks leger byinoar; jonge keardels meast, biwapene en útrist ta de striid. ‘Moarn moatte jim de striid oangean’, gebea Mozes. ‘Ik sels bin to âld om mei to gean, mar salang't it duorret sil ik op dy heuvel dêr stean en bidde en de stôk, dêr't ik de rots mei slein haw, sil ik meinnimme.’

En sa barde it doe, de oare deis. Wylst Jozua mei syn stridders tsjin Amalek optriek, stie Mozes achter him op in heuvel. Dizze reis hie er gjin opdracht fan 'e Heare en it wie him net ta-sein dat syn folk it winne soe, dat nammersto ynmoediger bea er, de wûnderstêf omheech nei de himel. En salang't er dêr stie, de beide hannen heech boppe de grize holle, gyng it dêrûnder yn 'e flakte goed en twong Jozua de fijân tobek, mar doe't syn hannen wurch waerden en hy de stêf efkes sakje liet, doe woun

Amalek. It wie oft de Heare sizze woe: Toe nou, Mozes, dû hast dit sels op dy nommen; dû soest mei dyn gebet de kampslach winne: it kin, mar dan moat dat bidden ek oan ien wei trochgeanl Dû hast de stêf mei op 'e heuvel nommen, Mozes: bid dan mei dy stêf en Ik sil dy hearre. It kin wol sûnder wurden: hjoed moatstû mei de hannen bidde!

Doe bigriep Mozes dat er gâns hwat op him nommen hie en faeks soe elk oar minske nou moedeleas wurden wêze, mar hy hâldde fol! De stôk soe net wer sakje, net earder as dy rôversbinde moast foargoed forslein wêze. Hy rôp Aäron en Hur, dy't er út foarsoarch al meinommen hie op 'e heuvel en hja brochten in stien dêr't er op sitte koe en doe, elk oan in side, steunden se him de earmen. Sa bleauwen syn hannen fêst, de hiele gleone middei lâns en doe't lang om let de sinne ûndergyng, wie

Amalek forslein. Syn krêft wie bruisen en hja flechten de steppe yn en nea hat Israël, by Rafidim, noch by de Hoareb, wer lêst fan har hawn.

Nei de slach kaem de Heare ta Mozes en spriek: ‘Skriuw dit forhael yn in boek en skerpje it Jozua yn, dat Ik ienris it oantinken fan Amalek fordylgje sil ûnder de himel wei, om't hja it earste folk west hawwe dat Israëls bern sa falsk oanfallen hat.’

It wie nei dit wûnder toaniel op dy heuvel, dat dit plak de namme krige fan Rafidim: ‘Steunsels’ bits jut dat, hwant dêr hiene se Mozes steund, dy lange swiere dei. En nei dizze earste blide oerwinning wist Israël it dan mar, dat it mear fan Mozes' bidden, as fan Jozua's fjochtsjen komme moast.

Yn dizze selde tiid krige Mozes to Rafidim bisyk fan syn skoanheit Rehuël, de preester út 'e stam fan Midian, dy't him syn frou Sippoara en syn soannen Gersjoom en Eliezer werombrocht. Nou't Rehuël heard hie, hwat God oan Israël dien hie, woe er noch ris mei Mozes prate en hy foun it better dat Mozes nou syn frou en bern, dy't er destiids fuortstjûrd hie, wer by him naem. Hja sprieken tige freonlik meiïnoar en Mozes fortelde alles dat er yn Egypte bilibbe hie en syn skoanheit sei rounút, dat er nou leaude, dat de Heare machtiger wie as alle oare goaden.

De deis dêroan hâldde Mozes sitdei om it folk to rjochtsjen en hiel de lange dei kamen se by him mei allerhanne kwesjes, lytse en greate. Rehuël joech him doe de rie om net wer rjocht to sprekken oer allerhanne lytse saken, mar om fortroude, forstannige mannen to kiezen, dy't rjochter wêze koene oer tûzen, en oer hûndert en oer fyftich en oer tsien en dy't sels alle ienfâldige kwesjes bislochtsje koene. Allinne mei greate, wichtige dingen koene se dan by Mozes komme.

Mozes seach wol yn, dat dat in wize rie wie: it waerd him sa dochs al to drok en to swier. Hy hat de rie fan syn skoanheit dien en al dy jierren dat it folk yn 'e woastine forkearde, is dat doe ek sa bleaun.

De tsien wurden

IT WIE GOED TWA MOANNE NEI DE úttocht út Egypte, dat Israël by de Sinaï oankaem en op 'e flakte foar de berch oer de tinten opsloech. In frjemde, wylde wrâld wie it dêr, mei donkere, keale rotsen sa fier't de eagen gyngen en, heech boppe alles út, de machtige godsberch. Fol ûntsach seach it folk omheech nei de Hoareb en huverjend tochten se der oan, dat dêr nou mei gauwens de Heare sels stean soe en dat hja Him sjen soene en syn stimme hearre. En dan tochten se oan har sûnden, oan har opstannigens by Mara, oan har ûnleauwe, doe't der gjin brea wie en oan it kwea by Rafidim. Sa'n hillich man as Mozes, dy koe it weagje en gean de berch op, God yn 'e mjitte, mar hoe moast it mei har komme?

Doe't it sa fier wie, gyng Mozes it kamp út, de kant op nei de berch. Oer de tachtich wie er al, en maklik hie er it net hawn yn syn libben, mar sa't er dêr hinne gyng, rjocht en heech, like er suver noch jong. Tusken it kamp en de berch bleau er stean en fan 'e berch ôf rôp de Heare: ‘Siz tsjin it folk: Jim hawwe sjoen hwat Ik de Egyptners dien haw en hoe't Ik jimme droegen haw, lyk as in earn syn jongen op 'e wjokken draecht. Nou dan, as jimme trou nei myn stimme harkje en myn forboun

hâlde, dan sille jim myn eigendom wêze út alle folken en jim sille My wêze in preesterlik keninkryk en in hillich folk.’ Letter, yn it kamp, brocht Mozes dat godlik wurd oan 'e âldsten oer en út namme fan it hiele folk sprieken dy: ‘Al hwat de Heare sprutsen hat sille wy dwaen.’ Hoe soene se nammers dy Heare net tsjinje wolle, dy't har forlost hie út it slavehûs fan Egypte, dy't har wetter út 'e rotsstien joech en, alle moarnen, it manna út 'e himel? Wis, Mozes koe der mar fêst op oan, dat hja nou hearrich wêze soene en dat hja net wer tsjin God yn it forset gean soene! Hja mienden it ek, doe't se it seine en hja wisten net hoe gau de sûnde har wer yn 'e macht krije soe en hoe djip hja falle soene. Mozes wist it ek net, doe't er wer nei boppen gyng en de wurden fan it folk oan 'e Heare oerbrocht. Allinne Godsels wist it, mar likegoed naem er har oan ta syn eigen folk en yn great geduld war-

skôge er har en learde er har hoe't hja dwaen moasten.

Dit folk wie noch mar krekt frij fan 'e hurde tsjinst en it swiere slave-wurk dat hja koene maklik yn in oar úterste forfalle en to frij wurde en wylde wegen gean: dêrom moasten se leare dat de Heare hillich is en heech forheve en dat in sûndich folk net sa mar ta him gean kin. Hja mochten by de berch komme en as Er Mozes de Wetten foarsei, dan soene se allegearre syn stimme hearre, mar earst moasten se twa dagen tiid dwaen en har waskje en skjinne klean oantsjen en dan de tredde deis, dan mochten se komme, mar net fierder as sà fier. In ôffreding moasten se meitsje by de foet fan 'e berch en gjin minske of bist mocht der trochbrekke; dy't it weage en set syn ûnhillige fuotten op Gods hillige berch, dy moast stiennige of sketten wurde.

En dizze kear harken se nei Mozes en diene krekt hwat har oplein waerd; noch net ienris altyd om't hja graech dwaen woene hwat de Heare sei, mar meast om't hja bang wiene, dat der har hwat oerkomme soe. En mar inkelden wiene der, dy't it goed bigrepen hiene: dat it net alderearst op in suver lichem en op skjinne klean oankaem, mar dat it herte rein wêze moast, rein en dimmen. Doe't hja klear stiene, de moarns fan 'e tredde dei, hong der om 'e kop fan 'e berch in tichte, tsjustere wolk en oan-ien-wei flikkere út dy wolk de wjerljocht fan Gods hearlikheit; swiere tongerslaggen droanen troch de bergen en boppe alles út wie it doffe lûd fan in sterke bazún. Beevjend gyngen se op mars en doe't hja tichteby wiene, seagen se dat de hiele berch, dy machtige berch fan granyt, skodde en skokte.

Doe rôp de Heare om Mozes en rêstich gyng dy it berchpaed op, omheech nei de baernende berch. Bang seagen al dy tûzenen eagen him nei, hoe't er al fierder kleau, al heger, en guon seine: ‘Wy sjogge him noait wer: dy't sa ticht by God komt, dy moat stjerre!’

Mar Mozes stoar net! Doe't it folk dêr ûnder him al lang net mear sjen koe, kleau er noch altyd heger, de swiere glêdde berchpaden op. Hy wie net bang; net bang foar de donkere ûngroun flak nêst him, mar ek net foar de wjerljocht en net foar de Heare sels. God hie him roppen en God soe him ek biwarje, dat leaude er fêst. En doe, wylst er earbiedich wachte, sei de Heare, dat er noch in kear nei ûnderen gean moast en it folk nochris ynskerpje, dat hja net tichterby komme mochten; hwant as hja oan 'e berch kamen, soe syn grime oplôgje en soene der forskate falle. ‘Heare’, sei Mozes, ‘dat haw ik har al oansein en de berch is ôffrede.’ De Heare wie net lilk om syn tsjinpraten en bistrafte him net; mar jitris sei Er, dat Mozes gean moast. En nei-tiid mocht er wer boppe komme, mei Aäron, syn broer.

Doe gyng er wer, de man Mozes, de swiere paden lâns en sei it folk noch ienris it boadskip oan; en wer reizge er nei boppen, nou mei Aäron en wer stie er yn 'e wolk en wachte op it godlik Wurd. Doe't de Heare spriek, mei in lûd as fan 'e tonger, dat hiel it folk dêr yn 'e fierte him hearre koe, doe foel alle wurgens by him wei en der wie yn syn hert mar allinne earbied mear, earbied en stil ûntsach. En God spriek al dizze wurden:

‘*Ik bin de Heare, dyn God, dy't dy út Egyptelân, út it tsjinsthús, laet hat. Dû silst gjin oare goaden foar myn antlit hawwe.*

Dû silst dy gjin snien byld noch hokfor likenis meitsje fan itjinge dat boppe yn 'e himel is, noch fan itjinge dat ûnder de ierde is. Dû silst dy dêr net foar bûge, noch har tsjinje; hwant Ik, de Heare, dyn God, bin in oergunstich God, dy't de misdied fan 'e âffears bisykje oan 'e bern, oan it tredde en oan it fjirde slachte fan dyjingen

dy't My haetsje; en doch barmhertichheit oan tûzenen fan dyjingen, dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde.

Dû silst de namme fan 'e Heare dyn God net idel brûke, hwant de Heare sil net ûnskuldich hâlde dy't syn namme idel brûkt. Bitink de sabbatdei, datstû dy hilligest. Sels dagen silstû arbeidzje en al dyn wurk dwaen, mar de sawnde dei is de sabbat fan 'e Heare dyn God: dan silstû gjin wurk dwaen, dû, noch dyn soan, noch dyn dochter, noch dyn tsjinstfeint, noch dyn tsjinstfaem, noch dyn fé, noch dyn frjemdling, dy't yn dyn poarten is; hwant yn sels dagen hat de Heare de himel en de ierde makke, de sé en alles hwat deryn is en Hy rêstte de sawnde deis: dêrom seinge de Heare de sabbatdei en hillige him.

Earje jimme heit en jimme mem, dat dyn

...rêstich gyng er it berchpaed op, omheech nei de baernende berch.

dagen forlange wurde meije yn it lân, dat de Heare, dyn God dy jowt.
Dû silst net deaslaen.
Dû silst net troubrekke.
Dû silst net stelle.
Dû silst gjin falsk tsjûgenis sprekke tsjin dyn neiste.
Dû silst net bigeare dyn neiste syn hûs, dû silst net bigeare dyn neiste syn frou, noch syn tsjinstfeint, noch syn tsjinstfaem, noch syn okse, noch syn ezel, noch eat dat dyn neiste sines is.'

Mei frees en beving hie it folk de Heare heard; hja wiene bang fan dy rikjende berch, fan dy swiere tonger, bang ek fan dy Wet, dy't de Heare har oplein hie. As hja dat allegearre hâlde moasten, hwa wie dan noch ûnskuldich? Hwa koe dan foar Gods antlit komme en it libben hâlde? En doe't Mozes wer ûnder kaem, seine se tsjin him: 'Sprek jo to-nei mar mei ús en bring ús Gods wurden oer; mar lit God net mei ús sprekke, dat wy it net bistjerre.' En ek dat forsyk fan it bange folk woe de Heare nei hearre en sûnt dy earste kear hat Er net wer mei hiele Israël sprutsen, mar brocht Mozes har oer hwat hja witte moasten.

Mozes bigriep dat it folk de tsien Wurden net ûnthâlde koe fan dy iene kear dat hja se heard hiene en bûtendat krige er op 'e berch noch folle mear wetten en regels. Dat hy skreau alles op yn in boek, dat er de namme joech fan: 'Boek fan it Forboun.' Nou koe er letter altyd wer neilêze hwat God him foarsein hie en elke kear as it nedich wie, koe er it folk der út leare.

Yn dyselde tiid sei de Heare tsjin Mozes: 'Nou't it folk myn Wetten ken en wit hwat it dwaen moat, nou wol Ik foar altyd myn forboun mei har oprjochtsje. Kies sawntich man út it folk en nim dyn broer Aäron mei en syn beide soannen, Nadab en Abihu en lit dy in ein de berch opkomme, mar net to fier.'

Daliks de oare moarns makke Mozes alles klear. Jongfeinten gyngen hinne en slachten bollen ta in tankoffer en ûnder by de berch rjochte Mozes in alter op. En jitris, nei it offer, hâldde er it folk de Wetten foar en jitris antwurde it folk: 'Wy sille alles dwaen dat de Heare sprutsen hat en wy sille hearrich wêze.' En ek nou wer mienden se it echt en hja twivelen der net oan, dat hja altyd yn Gods wegen gean soene.

Doe naem Mozes it bloed fan 'e offerdieren en sprinzge de helt oer it alter, foar de Heare en de oare helt op it folk dat der om hinne stie, lyk as woe er sizze: Nou binne jim foar goed Gods folk, dit bloed hat jim foar ivich oan Him boun.

En dernei gyngen Mozes en Aäron en Nadab en Abihu de berch op en fuort achter har oan kamen de sawntich âldsten. Lang net oan boppen ta gyngen se en fier bleauwen se noch ûnder de tsjustere wolk, mar út 'e fierte mochten se hwat sjen fan des Heare hearlikheit. It wie oft der boppe har in machtich kening stie op in hege troan en oft er syn fuotten hie op in fuotbank fan blau lazuer, sa klear en blinkend as de loft by 't simmer. In greate dei wie it yn it libben fan al dy minsken en it wûnderlikste founen se noch, dat der har neat fan oerkaem dat hja de Heare sjoen hiene, mar dat hja gewoan wer nei ûnderen mochten en oansitte oan it offermiel.

Allinne Mozes ocht nei boppen, by God yn 'e wolk. Syn tsjinner Jozua brocht him in ein, mar doe moast ek dy efterbliuwe en wachtsje; en iensum en allinne kleau de greate godsman fierder. Fan al de tûzenen fan Israël hie God him allinne roppen, mar dat er net greatsk wurde soe en net to heech by himsels opsjen, liet God him wachtsje.

Sels lange, lange dagen siet er dêr yn 'e tsjustere wolk en geduldich wachte er en gjin forkeard wurd kaem oer syn lippen. De sawnde deis rôp de Heare him en bigoun Er him in lange rige wetten foar to sizzen. It duorre fjirtich dagen en noch wie alles net sein en alles net biskreaun...

Oerhearrich folk

STADICH GYNGEN DE DAGEN FOARby yn it kamp by de Sinaï. It wie al wer in wike of hwat lyn dat Mozes de berch op gien wie en noch wie er net wer ûnder. Hoefolle moarnen moasten se noch nei him útsjen, hoefolle jounen noch wachtsje op syn stap? En hoe soe er hwerom komme fan dy skriklike berch?

As er tominsten hwerom kaem! De measten yn it kamp rekkenen der al net mear op.

As er noch libbe, hie er lang al ûnder west, mar nei sa folle dagen koe er net mear yn libben wêze: gjin minske koe it sa lang ûthâlde deun by sa'n hillich God. Hwa wit hoelang't der al lei op dy rik jende berch en noait soene se krekt witte hoe en hwat en noait soene se syn lyk nei ûnderen drage om it to bigraven yn it formidden fan syn folk.

En nou't Mozes der net mear wie, hoe kaem it nou mei har? Hwa soe nou dit greate folk troch de toarre steppe liede, hwa soe it bringe yn it lân dat fan molke en hunich oerroun? En hwa, as hja yn sûnde foelen, soe nou foar har pleitsje by dy hege strange God? It hie ek net ienris sin mear, dat hja Him noch langer tsjinnen. As in hillich man lyk as Mozes net foar Syn antlit libje koe, hwat moast it dan mei har wurde? En as hja dochs allegearre omkomme moasten, dan joech it ek neat mear dat hja dy wet fan Sines hâldden. Faeks wie it mar better en sykje in oare god, ien dy't hja sjen koene, ien dy't foar it leger úttriek, mar dy't net wenne by fjûr en tonger, en dêr't men net oan stoar as men ticht by him kaem.

Sa praetten se oer de Heare dy't har forlost hie út Egypte, dy't har fierde troch de sé, dy't har brea út 'e himel joech en wetter út 'e rotsstien en dy't Syn forboun mei har oprjochte hie. Hja fielden net iens mear hoe great har sûnde wie en doe't der hast fjirtich dagen om wiene en Mozes noch net ûnder kaem, doe stieken se de hollen byinoar en gyngen nei Aäron. ‘Kom, meitsje ús goaden, dy't foar ús antlit útgeane, hwant dizze man Mozes, dy't ús út Egyptelân opfierd hat, hwêr't dy keard is, wy witte it net!’

Aäron waerd suver kjel fan har dryste wurden. Hy wist wol dat it al in swiere sûnde wie om soks to sizzen, lit stean dat er har sin dwaen soe en nije goaden meitsje. ‘Dû silst gjin oare goaden foar Myn antlit hawwe’ - dat wurd wie him noch net forgetten. Né, hy mocht dit folk net to wille wêze en as it goed soe, moast er har ynpleats bistraffe. Mar it wie net maklik om tsjin hiel dizze twingende, driigjende mannichte yn to gean en hy fornaem wol dat hja it fêst fan doel wiene. Dat hwat soe it jaen as er né sei en hja setten it dan dochs troch? Hja wiene by steat en stiennigje him en dan soene se in oare lieder kieze en alles dwaen dat it wiffe hert har opjoech. Miskien wie it mar better, dat er har tomjitte kaem, dan koe er alteast it alderslimste noch keare. Gjin nije goaden soe er har jaen, mar in byld soe er meitsje, en dat byld soe in teken en symboal wêze fan 'e Heare sels. Hy soe it har goed ynskerpje, dat net dat deade byld har god wie, mar dat hja, by offerjen en bidden, nei dat byld sjen koene en oan 'e Heare tinke moasten. En miskien, as der hwat tiid oer forroun, soene se ynsjen dat men Him tsjinje kin sûnder byld en soe er har dochs noch wer yn it goede spoar bringe. Mozes - ja, dy soe fuortdaliks né sein hawwe, mar Mozes wie der net mear en hysels, hy wie nou ienris net profeet, lyk as syn broer. En as er it hwat bihindich oanlei wie der ek altyd noch in kâns, dat hja der ôfseagen en dat alles bleau sa't it wie.

‘It soe kinne’, sei er, ‘ik soe jimme in byld meitsje kinne, mar dan moat ik jim gouden ringen ha en net allinne jim eigen, mar ek dy fan jimme froulju en bern.’ Hy wist wol, dat hja tige fan pronk en opskik hâldden en hy hope mar, dat hja har goud net misse woene. Mar sa maklik rekke er der dochs net ôf: hja rounen nei de tinten en fuort dêrnei wiene de earsten der al wer en langen him har ringen oan en dat gyng troch, salang oan't er in hiele steapel foar him hie. Doe moast er wol fan wegen komme en mei in swier hert gyng er to wurk en makke in gouden keal, in jonge bolle, it teken fan Gods greate macht. Heech op in stiennen fuotstik kaem it to stean en

Aäron lei har út, dat dit gouden byld net sels in god wie, mar net oars as in teken fan syn macht en krêft. En it folk? Bliid seagen se nei it blinkend byld en hwat Aäron sei sloegen se net ienris acht: it soe wol wier wêze hwat er sei, mar hwat kaem it der op oan? En jubeljend rôpen se: ‘Dit binne nou dyn goaden, o Israël, dy't dy út Egyptelân opfierd hawwe’. Nou hiene se dan ek in god, lyk as alle oare folken, in god dêr't hja net bang foar hoegden to wêzen en dy't foar har útgean soe, de kant op nei Kanaän.

Flak foar it godsbyld hie Aäron in alter boud en de oare deis soe it in feest foar de Heare wêze. To-freden gyngen se dy jouns nei de tinten. Moarn soe it in greate dei wurde! Moarnier soene se de offers slachtsje en ite fan it offerfleis. Fleis, dat

wie hwat oars as alle dagen wer-oan dat mjitske manna. En nei it offerfeest, dan kaem it noch, dan soene se springe en dounsje en wille hawwe: it kaem har nammers ek ta nei de fordrukking yn Egypte en dit heukerjen yn 'e wyldernis!

De oare deis, doe't it feest yn it leger yn folle gong wie, spriek de Heare ta Mozes: ‘Gean hinne, nei ûnderen, hwant dyn folk datstû opfierd hast út Egypte, hat it bidoarn en mei hasten binne hja ôfgien fan 'e wei dy't Ik har oplein hie; hja hawwe sein: Dit binne dyn goaden, o Israël, dy't dy opfierd hawwe út Egyptelân.’

Mozes stie forslein, doe't er dit freeslik nijs hearde. Hjir boppe op 'e berch, sa tichte by God, wiene de dagen omflein en hy koe it him net bigripe dat it folk sa djip falle koe yn sa'n koarte tiid. Mar fjirtich dagen lyn stiene se earbiedich oan 'e berch en hearden se nei Gods wurden en nou diene se sà, ‘Dyn folk’, hie de Heare sein, ‘dyn folk hat it bidoarn’. Mar hja koene Gods folk ek net mear wêze, nou't se willemoeds Syn wurd en gebot forwurpen! Hja hiene Him forgetten, it wie rjocht dat Er nou har ek forgeat. En mei in beevjend hert hearde er hwat de Heare noch mear to sizzen hie. ‘Ik haw dit folk sjoen en sjoch, it is steech fan nekke en altyd wer steane se tsjin My op. Nou dan, lit My ta, dat Myn grime tsjin har oplôget en har fortart en dan sil Ik dy ta in great folk meitsje’.

Doe earst bigriep Mozes hoe slim it folk sûndige hie en hoe swier de straf wêze moast, dy't har treffe soe. Mar nou ek, nou't God har fordylgje woe, nou fielde er earst, hoe nei dat folk him oan it hert lei, hoe leaf er it hie. It wie gjin maklik folk om to lieden, bytiden soe men it haetsje, sa dwers en opstannich wiene se soms, mar it wie syn eigen folk, syn flesk en bloed, dêr't er om wraksele hie mei de Farao en dêr't er nou al sa lang mei optriek yn dizze toarre wyldernis. Né, hy woe net dat de Heare syn folk fordylge en him ynpleats ta in great folk makke: hy woe foar har stjerre as it wêze moast. En smeekjend heve er de hannen omheech en sei: ‘Hwerom, o Heare, soe Jins grime oplôgje tsjin Jins folk, dat Jo mei greate krêft en mei de sterke earm út it lân fan Egypte opfierd hawwe? Hwerom soene de heidenen har formeitsje en opsprekke: Yn Syn grime hat Er har forlost om se to deadzjen yn 'e bergen? Kom werom, o Heare, fan Jins gleone grime en meije Jo birou hawwe fan it kwea, dat Jo har dwaen woene’.

En wer, lyk as sa folle kearen al, hearde de Heare nei Syn tsjinstfeint Mozes. ‘Ik sil har noch net fordylgje’, spriek Er, ‘mar gean nou nei it kamp’. En wer gyng Mozes it paed nei ûnderen, yn syn hert de grime om 'e sûnden fan syn folk, mar tagelyk ek de blidens dat God har noch sparje woe. In slimme sûnde hiene se sûndige, mar miskien wie alles nou al wer foarby en wachten se op him om foar har to bidden. Sa soe it wêze, tocht er, sa hie it oan't nou ta altyd west: hja bidoaren it by God en as de straffen kamen dan moast hy foar har yn 'e pleit. Mar dizze reis hie it wol tige slim west! In gouden keal en dêr hiene se oan bidden. Wisten se nou noch net, dat dwerse folk, dat der mar ien God wie?

Hy hie twa platte stiennen meinommen fan boppen, twa tafels, dêr't de Heare sels mei eigen hân de tsien wurden op skreaun hie. Hwat hie er bliid west doe't er se fan God krige. Hwêr is in folk op 'e wrâld, bûten úzes, hie er tocht, dat it skrift en de wurden fan syn God ha mei? As goud soe er dizze stiennen biwarje en elke kear as it folk yn 'e sûnde foel, soe er se sjen litte en har de Wet foarlêze. Hy hie net tinke kinnen, dat er se sa gau brûke moast. Strak soe er de âldsten gearroppe en har freegje, hoe't it krekt tagien wie en dan soe er har de strange wurden foarhâlde. Dan soene

se biskamme de holle bûge en hy soe har treaste en sizze: ‘Miskien wol God it noch forjaen; ik sil jitris by de berch opgean en foar jim bidde!’ Sa soe it gean... Healwei de berch trof er Jozua, dy't op him wachte hie en noch fan neat wist. To-gearre rounen se nei ûnderen en Mozes socht om 'e wurden om it him to fortellen, mar it woe him net oer de lippen: somlike dingen binne sa slim, dat men se net sizze kin.

Hja wiene nou hast ûnder en út 'e fierte waeiden de lûden oan fan muzyk en sjongen. Frjemd, tocht Mozes; sjonge se nou al wer? Of soe it noch net oer wêze? Mar dan wie it net bêst... Njonken him sei Jozua: ‘Hark, der is kriichsgeskreau yn it leger.’ En somber antwurde er: ‘It is gjin jûchhei fan oerwinning, it is ek gjin

kleijen oer in forlerne slach; ik hear it lûd fan sjongen, bar om bar'. En flugger rounen se, de smelle, glêdde paden del; stiif om 'e stiennen tafels knypte er de hannen. En doe ynienen, om 'e lêste hoeke, seagen se alles. Heech boppe it folk, op it stiennen fuotstik, stie dat gouden keal to blinken en der foar, by it rikjend alter, stie Aäron yn wite preester-klean. En fierder, op it wide plein by it tintekamp, sprong en dounse en hoste it folk...

In skoft stie Mozes dêr, roerleas, as soe er noait wer in stap forsette. Hy seach it foar him en noch koe er it net leauwe! Wie dit dan in bange dream en soe er aenstouns wekker wurde, yn syn tint, of by God yn 'e tsjustere wolk? Mar op 'e nij waeiden de lûden him oan fan harp en rinkelbom en op 'e nij seach er dat keal, in gouden flam yn 'e gleone sinne. En in wylde, razende grime fleach him oan en mei ien swaei fan syn earmen sloech er de beide tafels tsjin it granyt to-pletter. Hy tocht der net oan, dat God him dy stiennen tabitroud hie, dat it Syn eigen skrift wie en dat hy se sa mar net brekke mocht! Hy tocht allinne mar: dit is Gods folk net mear, dizze dounsjende, heidense binde is Gods wurd net langer brek!

En doe, mei greate stappen gyng er it kamp troch en op it gouden byld ta. Gjin wurd sei er, mar syn eagen flammen en syn wangen gloeiden. De dounsjende minsken stiene stil, bleek en ûntdien en makken romte foar him en njonken it alter stie Aäron, biskamme en bang. Dus hy libbe dôch noch, Mozes, en nou kaem er om har it oardiel oan to sizzen! Mei greate eagen seagen se nei him. Hy skuorde de gouden god fan syn fuotstik en smiet him yn it sân. 'In hammer!' gebea er. Doe swaeide er de moker boppe de holle en sloech en sloech; it wie as woe er al syn grime útfiere op dat gouden bist. Noait hiene se him sa lilk sjoen, sa troch alles hinne forgrime...

Doe smiet er de hammer fuort en kearde him nei Aäron. Heech en driigjend stie er dêr en bitter frege er: 'Hwat hat dit folk dy dien, datstû der sa'n skriklike skuld oer brocht hast?'

Aäron sloech de eagen del. Bang stammere er: 'Lit myn heare grime net gleon wurde tsjin my! Dû witst dat dit folk yn it kweade leit! Hja woene in gouden god hawwe en brochten my har ringen en seine: Meitsje ús goaden, hwant hwêr't dy man Mozes keard is, wy witte it net. It wie in machtigen heap goud en ik haw it yn it fjûr smiten en dit keal is der fan kommen'.

Forachtlik kearde Mozes him ôf. Dat Aäron it sels net bitocht hie, dat wist er sa ek wol, mar hy hie noait tajaen mocht! Dy't God as lieder set oer in folk, dy moat foargean en net de slaef fan 'e mannichte wêze. Doe liet er syn eagen gean oer hiel it greate wide kamp. Dêr't hy stie, wie alles stil, mar fierderop dounsen se, as moast it feest noch bigjinne. Al wylder rûzen de lieten, al rêdder gyngen de trommen, al dronkener hoste en sprong it folk. Guon hiene de klean al útsmiten...

Mei greate stappen roun Mozes nei de poarte. Nou wist er hwat him to dwaen stie. Dit moast ophâlde, dit wylde, godforgetten dounsjen. As hy der net mei ien slach in ein oan makke, dan soe de Heare sels delkomme en fordylgje it hiele folk. 'Kom by my', rôp er, 'alle man dy't it mei de Heare hâldt.'

En doe kamen se opsetten, in greate keppel folk, allegearre dy't net meidien hiene oan dit sûndich feest. It wiene hast allegearre mannen út 'e stam fan Mozes, Leviten. Strang sei er: 'Sa seit de Heare, de God fan Israël: tsjoch dwers troch it legerkamp en slach alles del dat nou noch dounsje doar. Al is jim eigen soan der by, of in broer, of in freon, sparje se net, mar hou se del mei it skerpe swurd!'

Doe namen Levi's soannen it swurd yn 'e fûst en foelen oer dat dounsjende folk as in hagelbui op it ripe nôt. Mozes hearde hoe't it wylde sjongen forstomme, hy hearde de striidrop fan 'e Leviten en it jammerjen fan dy't stjerre moasten. Hy sei gjin wurd en wachte. Doe't de soannen fan Levi weromkamen, wurch en yn 'e ein, de mantel en 'e swurden read fan it forgetten bloed, doe leine der op it fjild sa'n trije tûzen deaden.

Dêrnei rôp Mozes de âldsten gear by it brutsen byld; it goud liet er fyn mjelle en it fûnkeljend grús struide er op it wetter ús. ‘Drink’, sei er strang en oft hja woene of net, drinke moasten se fan har gouden god. Sûnder in wurd mear gyng Mozes fuort en nei syn slieptint. Moarn... Hwat soe de Heare nou dwaen, de dei fan

moarn? Hy wist it net en hy koe it ek net trochtinke.

En trije tûzen deaden... It bigreate him ek om al dy froulju dy't har man forlern hiene, om al dy memmen dy't in soan misse moasten, om al dy jonge bern, dy't skriemden om in deade heit. Hy wie net wreed, Mozes, en krekt om't er dit folk sa leaf hie, hie syn grime sa skriklik west. Mar lykwols hie er gjin spyt fan hwat er dien hie. As syn Leviten it kamp net suvere hiene, dan hie God sels delkommen en miskien hiel it folk fordylge.

It duorre lang ear't er sliepe koe, dy nachts.

Mozes, de midsman

STIL, NEI DAT WYLDE FEEST FAN 'e deis to-foaren, lei it tinte-kamp yn 'e gleone simmersinne. Yn 'e donkere tinten skûle it folk; hja doarsten mar amper bûten to kommen, sa bang wiene se, dat Gods grime op 'e nij oplôgje soe en har fortarre. En sels op Mozes hiene se it dizze moarn net stean, sa siet de skrik der noch yn foar syn wapene Leviten. De trije tûzen deaden wiene deselde jouns noch bigroeven en der wie neat mear to sjen fan hwat der bard wie, mar it oardiel wie noch net forgetten.

Hja hoegden wier net bang mear to wêzen foar Mozes! Yn 'e ûren dat er wekker lein hie, wie syn lilkens bikommen en de oare moarns, doe't er der ôf kaem, wist er hwat him to dwaen stie. Hy soe nei de Heare ta op 'e berch en pleitsje foar syn folk. Hja hiene in great kwea dien en it soe gjin wûnder wêze as God har fordie, mar hy woe dochs jit bidde. Hy koe it net oansjen dat it oardiel komme soe oer dit folk dat er út Egypte opfierd hie, dat er laet hie troch de sé, dêr't er in lang jier om wraksele hie mei de Farao. It wie gjin maklik folk, dat wist er nou wol foar goed, mar it wie syn folk en as it moast, woe er foar har stjerre.

En doe't er by de Heare wie, heech op 'e berch yn 'e tsjustere wolk, sei er ‘O Heare, in swiere sûnde hat dit folk sûndige, dat hja har gouden goaden makke hawwe, mar wol har lykwols de skuld forjaen. En as de straf dochs komme moat, och Heare, lit my dan stjerre yn it plak fan dit folk: dylgje myn namme dan út yn it boek fan 'e libbenen.’

De Heare wist wol dat Mozes dit folk tige leaf hie; Hy wist ek dat Mozes miende hwat er sei en dat er mei blidens it libben jaen soe om Israël to rêdden, mar dochs koe Er dit offer net oannimme. Ien kear, as de tiid fol wie, dan soe der in Midsman komme dy't syn libben jaen soe foar syn folk en dy't al har sûnden wei-nimme soe: Gods eigen Soan. Mar hwat Dy dwaen soe, dat koe gjin minske, sels gjin minske sa great en hillich as Mozes. Mar dat er it dwaen woe, dat er syn libben oer hie foar in dwers en oerhearrich folk, dat wie dochs wol goed en de Heare hie der him leaver om.

Tsjin Mozes sei Er: ‘Ik sil dyn libben net weinimme; Ik sil mar allinne skrasse út myn boek, dy't tsjin My sûndige hat. Dat gean hinne, dû en it folk Israël en Ik sil in ingel foar jim útstjûre en dy sil jim liede nei it lân dat Ik Abraham en Izaäk en Jakob sward haw, hwant sels sil Ik net mear mei jim gean. Hwant as Ik yn jim formidden wie en it folk kaem him wer to misgean, dan soe Ik har fordylgje en der soe gjin ien oerbliuwe. Mar gean nou earst nei ûnderen en siz tsjin Israëls bern dat hja rouje moatte en alle sier fan goud en sulver ôfdwaen en dan sil Ik sjen hwat Ik oan har dwaen sil.’

Dat boadskip brocht Mozes doe wer oer en hiel it folk teach de pronk út en roude, dagen en dagen lang. Hja wiene wol bliid dat God har sparje woe en dat Er har dochs noch bringe soe yn it biloofde lân, mar hja founen it freeslik dat de Heare nou net mear by har wêze woe en dat ynpleats in ingel foar har út gean soe. Ek Mozes doarst sûnder de Heare de reis net oan, mar hy hope noch altyd dat it dochs noch goed komme soe. Hy soe biddende bliuwe, op hope dat de Heare noch werom kaem. In ein bûten it kamp sette er yn dy dagen in tinte op, de tint fan 'e Gearkomst neamde er dy, en fan tiid ta tiid gyng er dêr hinne om by God to wêzen en mei Him to praten lyk as in freon praet mei syn freon. En elke kear as it folk fornaem dat Mozes wer nei de Heare soe, riisden se oerein en gyngen stean yn 'e doar fan 'e tint en seagen him foarbygean, bang en beevjend; en as dan de Heare del kaem

en de tsjustere wolk stie foar de Tint fan 'e Gearkomst, dan bûgden se djip en earbiedich en dan, en net earder, gyng elk syn wegen. Letter hearden se wol fan 'e âldsten hwat de Heare to sizzen hie...

Op in kear, doe't it folk al dagen rouwe hie, bigoun Mozes der wer oer. ‘Heare’, sei er earbiedich, ‘Jo hawwe sein dat wy fierder moatte, mar nou witte wy noch noait hwa't ús liede sil: Jo sels of ien fan jins hillige ingelen. Siz it my dochs hoe't it komt, hwant ik haw ommers genede foun yn jins eagen en dit folk is op it lêst jins eigen folk!’

De Heare antwurde: ‘Soe Ik dan sels mei gean moatte, om dy rêst to jaen?’

Doe sei Mozes: ‘Heare, as Jo net sels mei geane lit ús hjir dan leaver bliuwe! Hwant hwer soene wy oars oan sjen kinne dat jins gunst oer ús is, oer my en oer it folk, as dêroan, dat Jo by ús binne en mei ús reizgje nei it biloofde lân?’

En ek dizze kear hearde de Heare nei syn freon Mozes en sei dat Er wer mei har optsjen woe. ‘Mar’, sei Er noch, ‘it is net om it folk, dat Ik it doch, mar allinne om dy: hwant dû hast genede foun yn myn eagen en Ik ken dy by de namme.’

Mozes wie tige bliid; bliid om it folk, mar ek tige bliid om hwat God fan himsels sein hie. Nou wist er foargoed dat God syn freon wêze woe en nou doarst er alles freegje. ‘Heare’, sei er, ‘lit my dan jins antlit sjen!’

It wie de twadde kear dat Mozes hwat frege dat net mûglik wie. Likemin as hy stjerre mocht foar in sûndich folk, likemin koe in minske Gods hearlikheit sjen. Mar ek nou waerd de Heare net lilk en hy sei dat Mozes de berch op gean moast en as er dêr dan stie yn in kleau fan 'e rotsen, dan soe Hy, de hege Heare, foarbygean en dan mocht er to-minsten hwàt sjen fan syn hearlikens. De oare deis soe it wêze en gjin ien oars mocht der by wêze en Mozes moast twa nije stiennen tafels meinimme, dan soe de Heare dêr ek wer de Tsien Wurden ynskriuwe.

De oare moarns yntiids gyng Mozes de reis nei de Heare oan, earbiedich, de beide stiennen yn 'e hân en alhiel net bang. Stil stie er yn 'e rotskleau en wachte. Doe't er de Heare kommen hearde, seach er neat mear: der skoude hwat foar syn eagen, net oars as bidiek de Heare se mei syn hân. En doe ynienen koe er sjen. Net al Gods hearlikheit seach er, net mear as fan efteren in skyn fan syn glâns, mar it wie genôch en it wie hearliker as er ea dreamd hie. Doe wist er, dat er noait hjir op ierde Gods antlit sjen koe, dat gjin minske-eagen Him sjen soene en libje.

Hy bûgde de holle en die noch ienkear de fraech dy't him op it hert baernde: ‘Kom dochs yn ús formidden en gean foar ús út, hwant al is dit folk steech fan nekke, dochs forjowe Jo ús ûngerjochtichheit en nimme ús oan ta Jins erfdiel.’

Doe liet God him fan Mozes forbidde en Hy biloofde dat Er mei gean soe en dat Er har feilich bringe soe yn it lân Kanaän. En sa mocht Mozes, biddende foar syn folk, dochs de Midsman wêze: byld en foarbyld fan dy Iene, dy't letter komme soe en dy't mear is as Mozes.

It wie in greate dei yn it libben fan Mozes, dizze moeting op 'e berch. Noait koe er letter krekt fortelle hoe't it west hie, hoe hearlik en hoe wûnderlik, mar doe't er, dagen en dagen letter wer ûnder kaem, de beide tafels yn 'e hân dêr't Gods eigen skrift op stie, doe blonk syn antlit noch sa, dat er in kape nimme moast en bidek der it blinken fan syn holle mei...

De gouden ark

HAST IN JIER LANG BLEAU IT folk Israël by de berch Sinaï, yn it kamp dêr't God sa ticht by har wie en dêr't hja sa swier sûndige hiene. Nei dy freeslike dei en it oardiel dat der op folge wie, hiene hja noait wer frege om nije goaden, mar lykwols wist de Heare wol hoe swak hja wiene en hoe't har sûndich hert in god bigearde, dy't hja sjen koene en meinimme op har reis troch de wyldernis, in god dêr't hja net bang fan hoegden to wêzen en dêr't men net oan stoar, sels as men der flak by kaem. En om har nou to helpen woe de Heare har ek hwat jaen, dat hja sjen koene en meidrage, dat gjin god wie en gjin byld fan in God, mar dat har

teken en symboal wêze soe fan de Heare sels, dy't wenne yn it kamp: de ark fan it Forboun.

It wie in moaije kiste, makke fan bêst hurd hout dat alhiel oertrutsen wie mei fyn goud, neffens it bistek dat Mozes krige hie fan God, doe't er by Him wie op 'e berch. Yn 'e ark, dy't it teken wie fan Gods forboun mei syn folk, leine de beide stiennen, dêr't God de wet op skreaun hie en op it deksel stiene twa ingelen, de goudene cherubim, dy't mei har wjokken it antlit dieken, út earbied foar de Heare, dy't wenje woe boppe de ark. Fan it bigjin ôf oan moast Mozes it folk ynskerpje, dat de ark gjin god wie, net iens in byld fan God en dat it ek net sa wie dat de Heare wenne yn 'e ark; hoe soe nammers de Almachtige God bisletten wurde yn in kiste fan noch net ienris twa meter lang en noch gjin meter heech? Né, boppe it deksel mei de beide ingelen kaem de wolkkolom to stean, in teken, dat God wenne boppe de ark; sa soene se dus altyd de Heare by har hawwe as hja optrieken troch de woastine, mar gjin ien mocht tinke, dat hja de Heare sels meidroegen.

It spriek fansels dat de ark, dy gouden fuotbank fan God, hillich wie; nimmen mocht der yn sjen en as hja fierder trieken moast er droegen wurde oan lange draechstokken. En omdat er sa hillich wie, moast er ek in bysûnder plak hawwe: in hearlike timpel letter yn it biloofde lân en salang't hja yn 'e woastine wiene in prachtige tint, de Tabernakel.

Taw kundige mannen, mei help fan oaren, makken de tint yn oarder en setten him op midden yn it kamp. De Tabernakel wie yn twa fortrekken fordield; yn it achterste, dat lyts en donker wie, stie de ark en troch in prachtich kleed wie dat ôfskaet fan it foarste, dat greater wie en dêr't trije dingen stiene: in ljochter fan goud mei sawn earmen en sawn lytse oaljelampen; in tòantafel dêr't altyd troch toanbrea op lizze moast en dan it gouden rookalter, dêr't ienris deis de preester swietrokige krûden op offerje moast. Gewoane minsken mochten net yn 'e tinte komme; Mozes net ienris: dat wie allinne foar de hegepreester weilein, dy't ienris yn it jier bloed sprinzge op 't ark en dy't alle dagen yn it foarste fortrek, it Hillige, kaem to offerjen. It twadde fortrek, dêr't de ark stie, neamden se it Alderhillichste.

It hie fansels syn bitsjutting, dat yn 'e tabernakel allinne tagong wie foar de preester; de Heare woe it folk bybringe, dat Israël in sûndich folk wie, en dat Hysels hillich is. Mar it wie ek net sa, dat ark en rookalter en tabernakel der allinne foar de preesters wiene! Né, elke kear as Aäron earbiedich yn 'e tabernakel gyng, dan stie er dêr foar it folk; hy kaem dêr net om allinne foar himsels to bidden, mar hy bea foar hiel it folk. Hy offere foar har en ien kear yn it jier, as er it bloed fan it sûndoffer sprinkele op it deksel fan 'e ark, soende er dêrmei de sûnde fan hiele Israël. It wie him ek oan to sjen, dat er as hegepreester stie foar syn folk: op it boarst droech er in skyld, in soarte fan tas, dêr't tolve edelstiennen yn binaeid wiene, foar elke stam fan Israël ien, mei de nammen fan Jakobs tolve soannen der op. Sa droech de hegepreester de nammen fan Israëls bern op it hert, lyk as in heit en mem de bern dy't God har jown hat, leavje en drage yn it hert.

Dat alles dat yn 'e tabernakel barde gyng hiel it folk oan en dêrom wie der om 'e tinte hinne noch in great plein, it foarhôf, dêr't it folk wol tagong hie en dêr't hja bidde en offerje mochten. Der stie in koperen alter dêr't de offerdieren op forbaernd waerden en dêrnjonken in koperen waskfet, dêr't de preesters har hannen en har ark yn wosken as it slachtsjen dien wie. Elk dy't kwea dien hie, koe hjir mei syn offerdier

komme en boetsje syn sûnde; hjir waerden ek de tankoffers brocht as God immen bysûnder seinge hie. Mar noait mocht it folk sels offerje of sels ta God gean: tusken har en de Heare stie altyd wer de preester.

Fan alle preesters wie Aäron de heechste en yn syn boarstskyld droech er de beide wûnderstiennen: Urim en Tummin. As immen hwat oan God freegje woe en rie ha moast - net elkenien mocht dat dwaen en net oer lytse dingen - dan taestte Aäron yn 'e boarsttas en naem ien fan 'e beide stiennen. Oan 'e kleur koe er dan sjen oft it antwurd ‘né’ wie of ‘ja’. Sa koe de hegepreester dus yn slimme, swiere fragen útslútsel jaen en dan sei er net sels hoe't it moast, mar hy joech Gods antwurd troch. It wie gjin wûnder dat it folk tige heech

by him opseach. As er nei de tabernakel gyng, klaeid yn blau en wyt, de tolve fûnkelstiennen op it boarst en op 'e mûtse in gouden plaet dêr't op stie ‘Hillich foar de Heare’, dan waerden se der stil fan: sûnt se doe stien hiene by de rikjende berch en God har taspriek út fjûr en tonger, wiene se noch altyd hwat bang foar Him. En dat wie noch slimmer wurden, doe't op in kear de beide soannen fan Aäron, dy't ek preester wiene, forkeard fjûr op it alter brocht hiene en Gods grime tsjin har oplôge en hja beide stoaren. Om't Aäron hegepreester wie en altyd hillich wêze moast, mocht er syn eigen bern net ienris bigrave en mocht er sels net rouje en skrieme. Dat wie wol in hurd stik foar in heit en yn har hert wiene se bliid, dat hja gjin hegepreester wêze koene en net sa ticht by dy strange Heare hoegden to kommen.

Hwant preester koene allinne mar wurde mânlju út 'e famylje fan Aäron. Dat yn it earstoan wiene der net sa folle en om't der gâns wurk wie, mei al dy offers en reinigingen moasten der gâns helpers wêze. Dat wie ek in hiele eare en dêr hie Mozes de Leviten foar nommen, deselden dy't doe mei it gouden keal dy trije tûzen minsken delhoud hiene. ‘Jim binne trou oan 'e Heare’, hie Mozes doe sein, doe't hja foar him stiene, mei it bloed noch oan 'e hannen en oan 'e wapens, ‘en dit is jim wij-offer hjoed.’

Sûnt dy tiid wie it in fêste wet, dat alle Leviten helpers waerden by de tabernakel en oars gjin ien.

Sa gyng dêr by de Sinaï, dei oan dei en wike nei wike, de tsjinst by de tabernakel troch. Alle dagen floeide it bloed fan 'e offerdieren en alle tiden soe dat troch gean, jierren en ieuwen, in einleaze stream fan offerbloed. En elk bist dat stjerre moast, stoar om 'e sûnden fan 'e minsken en elke Israëlyt dy't in offer brocht, tocht: sa hie ik, om myn sûnden, de dea fortsjinne, mar God is genedich en ynpleats fan myn libben ben, nimt er dat fan myn fé. Dan gyng er syn wegen wer, forromme, oan't er wer op 'e nij yn sûnde foel en wer in offer bringe moast. Hwant it wie genede, dy offertsjinst, mar it bloed fan skiep en bokken koe de sûnde net weinimme en altyd op 'e nij moasten wer slachtoffers brocht wurde. Soms tochten se: soe dat nou altyd sa troch gean moatte, de ieuwen troch, salang't de ierde bistiet? Sil dy bloedstream altyd mar trochgean, oan't yn ivichheit?

Hja koene noch net witte, dizze swalkers yn 'e woastine, dat der ienris in Offer slachte wurde soe, dat foar altyd genôch wie; dat ienris Bloed floeije soe, dat alle sûn den weinimme soe en dat dan offertsjinst en preesterwurk, tint en timpel ophâlde soene. Dat soe it offer wêze op Golgotha, it iene, ivige offerlaem: ús Heare Jezus Christus. Mar der moasten noch ieuwen en ieuwen foarby gean, ear't it sa fier wie en fan dat offer wist sels Aäron net en Mozes net en net ien fan Israëls bern. Letter soene Gods profeten der fan profetearje en dan, as de tiid fol wie, dan soe it komme. En alles dat der barde by de tabernakel, elk offer, elk wurd dat Aäron spriek, elke bea dy't er die, elke seine dy't er lei op it folk, wiisde hinne nei dy greate freeslike dei...

Kibroot-ha-Tàäwa

OP IN KEAR - HJA WIENE AL optein by de Sinaï wei en op mars nei Kades, it noarden yn - kaem der in swier oproer yn it leger, om it manna, dat hja noch altyd ite moasten. Dizze kear bigoun it by it frjemde folk dat mei úttein wie út Egypte, mar doe't dy

klagen oer it iten en rôpen om fleis, rekke ek it folk fan Israël oanstutsen. Al folle mear as in jier wiene se nou op reis en op 'e earste wiken nei, hiene se al dy tiid manna iten: manna alle dagen weroan, manna moarns en middeis en jouns en nou koene se it der hast net mear trochkrije. Hja walgen fan dat mjitske iten en alles hiene se der foar oer om nou ris ien kear fleis to iten, fleis safolle as hja woene. ‘Hwa’, rôpen se tsjin Mozes en Aäron, ‘hwa sil ús flesk to iten jaen? Wy tinke oan 'e fisk dy't wy yn Egypte krigen, oan 'e meloenen en komkommers, oan it lôk en de sipels, mar nou forkwine wy by dit mjitske manna.’

Mozes wist sa gau net hwat er der tsjin ynlizze moast. Hy koe der skoan ynkomme dat hja har nocht hiene fan altyd itselde iten en dat hja sin hiene oan hart-

liker spizen, mar dêrom hoegde it sà noch net. It mocht dan alle dagen wer itselde wêze, dit manna - it wie dochs ek alle moarnen wer in wûnder fan God. En as it der nou moarn ris net lei, en oaremoarn net en noch in dei, hwer moasten se dan keare, dit ûntofreden folk? En tochten se dan, dat it him noait ris tsjin stie, dat hy net ris útseach nei hwat oars? Mar om him waerd fansels net tocht, hy wie Mozes, de Godsman, en hy moast altyd mar tofreden wêze en geduldich en it folk in goed foarbyld jaen. En hoe swier dat op it lêst foel, hoe wurch er bytiden wêze koe, dêr hiene se gjin euvelmoed yn. Né, dizze kear soe er net foar har bidde, hja hiene gjin fleis fortsjinne. Dat hy liet se mar roppe en oangean: hja moasten har bêst mar dwaen; hy triek syn hannen der ôf. En miskien, as er har gewurde liet en der net fûl tsjin yngyng, sakke it sa wer ôf... Mar it waerd noch folle minder ynpleats. Hwat langer hwat mear folk kaem der op ta setten, hoe langer hoe lûder rôpen se. Op it lêst wie it hiele kamp hast yn ûnstjûr en bigounen se to gûlen om't hja it sa swier hiene, om't der gjin fleis wie en om't dy man Mozes ek neat foar har dwaen woe. Froulju skriemden, lûd en mei lange úthalen en fan 'e weromstuit bigounen de bern ek mei: der wiene mânlju, sterke, soune keardels, dy't de triennen yn it burd rounen, sa'n meilijen hiene se mei har sels. Doe bigriep Mozes, dat it slimmer wie as er tocht hie, mar nou wie it to let: der wie gjin ien mear dy't nei him harke. Hwat soe er bigjinne, nou't suver it hiele kamp oanstutsen wie en hast foar elke tint wol ien siet to gûlen? Hy koe oars net dwaen as wachtsje, wachtsje, krekt sa lang oan't hja wer stil waerden. As de Heare tominsten net delkaem en der in ein oan makke.

Mar doe't einlings de Heare kaem, doe briek der net in pleach út ûnder it jammerjend folk, mar doe bistrafte Er Mozes, om't er neat die en dat sûndich folk mar gewurde liet. En doe die it bliken, dat ek Mozes mar in sûndich minske wie en dat ek hy falle koe! Hy waerd lilk, doe't de Heare him sa strang oanspriek. Hie er dat nou fortsjinne, nou't er sa lang al mei dat folk ompakt hie? Hie er der dan noch net genôch lêst fan hawn? Hie er noch net genôch syn bêst dien, dat God sels him forwiten die? En alles dat er salang al opkroppe hie, alle soargen, alle fortriet om dit koppich folk, kaem nou wer nei boppen en hy forgeat suver, dat er it tsjin God hie en alles dat him foar de mûle kaem sei er sa mar. Hy hie oars wol geduld leard, al dizze jierren yn 'e woastine, mar dit wie noch ien kear deselde Mozes, dy't doe yn Egypte in driuwer dea-sloech, dy't ien fan syn folk to-nei kaem.

'Hwerom', sei er bitter, 'dogge Jo my ûnrjocht oan, dat Jo de lêst fan dit oerhearrich folk my op 'e skouders lizze? Sels hawwe Jo dit folk makke, mar hwerom moat ik it dan drage troch dizze wyldernis, net oars as wie ik in slaef dy't it bern tôget foar syn hear? Mar it is my to swier, dit folk en dat koene Jo witte Heare, dat ik net mear kin, dat ik oan 'e ein bin fan myn krêften. Dat as it sa moat, deadzje my dan, dat ik tominsten myn eigen ûngelok net hoech to sjen.'

Hy stie dêr foar de Heare, rjocht-op en suver daegjend. Hy wist wol dat er to-folle sein hie, mar it muoide him net. Nou wie er Him yn syn eare kommen, dat nou soe God him deadzje moatte. En hy woe wol stjerre, hwant sa wie it gjin libben langer! Mar de Heare wie barmhertiger as Mozes tocht! Hy straft dy't er wol en Hy forjowt dy't er wol. En Hy wist ek, dat Mozes, by al syn dryste wurden, Him dochs leaf hie en syn trouwe tsjinner wie. Dêrom sei Er allinne mar: 'Nou dan, omdatstû dit folk net drage kinst, alhoewol't Ik dy nei west ha en myn geast op dy lein haw, sil Ik fan 'e geast, dy't op dy is in diel ôfsûnderje en op sawntich oaren lizze en dy sille dy helpe. Sykje sels sawntich wize en fromme mannen út en bring se by My foar de

Tint. En hwat dit folk oanbilanget, dat My terge hat mei har gerop om de spizen fan Egypte, hilligje har op moarn, hwant moarn-de-dei sil Ik har fleis jaen! Net foar ien dei sil Ik jaen, en net foar twa, of tsien of tweintich dagen, mar in moanne sille hja fleis ite; sa lang oan't hja der fan walgje, mear as nou fan it manna, myn wûnderbrea. Hwant net yn myn gunst sil Ik har fleis jaen, mar it sil har ta in flok wurde, om't hja My, har God, ferge hawwe.'

En sels nei dy wurden wie Mozes syn grime net bikommen en noch skamme er him net. 'It kin dochs net. Sels hûndert tûzen mânlju binne der by dit folk, dat

soene der skiep en kij slachte wurde foar sok in mannichte? Of sille alle fisken fan 'e sé der foar fongen wurde, dat it dêr tritich dagen fan ite sil?'

De Heare antwurde strang: 'Tinkstû dat Myn hân to koart is om to dwaen hwat Ik sein haw! Gean hinne en doch, hwat Ik dy hjitten haw! En dan silstû sjen oft myn wurd útkomt of net!'

Doe doarst Mozes net langer tsjinprate en hy gyng it tintekamp yn om alles to bistellen. It wie dochs in bitter ding, dat er nou to-nei net mear allinne it folk liede soe en dat God fan syn geast by him weinimme soe en lizze op sawntich oaren. Mar hy hie it fortsjinne en nou't er der goed oer neitocht spiet it him, dat er sa tsjin God sprutsen hie. It wie genede, dat er hjir nou noch gean mocht, soun en sterk en dat God him net deade hie. En der soe sels noch fan Gods geast op him bliuwe en fêst wol genôch om fierder syn wurk to dwaen. Né, it paste him net om sa bitter to wêzen; hy moast earder tankber wêze, tankber en dimmen.

It duorre lang ear't er sawntich mannen hie dy't er weardich achte om Gods geast to ûntfangen. Hy skreau de nammen op en bistelde har om by de tinte to kommen. Doe't er se om 'e tinte hinne sette, die it bliken dat der twa net kommen wiene: Eldad en Medad. Der wie gjin tiid mear om har op to heljen, hwant de Heare kaem del yn 'e wolk en sa mar ynienen bigounen de acht en sechstich to profetearjen. Allegearre, dy't der om hinne stiene hearden frjemd op, doe't al dy mannen sa mar bigounen to roppen en to loovjen. Nou koe elk dan mar sjen, dat de geast ek op har kommen wie en to-nei woe elk wol nei har harkje en dwaen hwat hja seine. Spitich, tochten se, dat Eldad en Medad der nou net by wiene; nou rekken dy by de geast troch en nou soene se letter har amt net waernimme kinne.

Mar krekt doe't hja it der oer hiene, dêr kaem in jongfeint oan draven. Hymjend bleau er by Mozes stean en sei er syn boadskip: 'Hear Mozes, Eldad en Medad, dy beide mannen dy't net by de tint wiene op jins bifel, dy profetearje yn it tintekamp! En in hiele keppel folk stiet der om hinne en harket der nei!'

Jozua, Mozes' tsjinner, stie der ek by. Hy waerd suver kjel fan dy tiding en hy tocht: dat kin sa net. Hjir by de tint dielde God syn geast om oan de mannen dy't opskreaun wiene en dy't der by wie, dy hie nearne gjin rjocht op. Mozes moast har it swijen mar oplizze en har straffe, dat hja hjir net op 'e tiid wiene. Nou moast Mozes al in diel fan syn geast misse en as elk nou mar bigoun to profetearjen, sels bûten de Tint en de wolk en bûten Mozes om, hoe kaem it dan mei syn gesach? 'Myn hear Mozes', sei er, 'forbied it har!'

Mar Mozes tocht der net oer om har to forbieden. It soe nammers ek net kinne, hwant as de geast fan God har sprekke liet, hwat soe it dan helpe as in minske it forbea? Mar hy woe it ek net iens. It gyng net om him en net om syn eare, it gyng om God, dy't syn geast jowt oan hwa't Er wol en op it plak dat Him goedtinkt. En hy sei tsjin Jozua: 'Dû mienst it goed mei my, mar lit dy beide mannen mar loovje en sprekke, hwant dat is ta Gods eare. Ik woe wol, dat hiel it folk profeet wie, dat Gods geast oer alle Israeliten kaem.' Sa spriek Mozes! Nou wie er wer op syn plak: de lieder fan it folk, de profeet, mar hy socht syn eigen eare net en yn hiel dat wide legerkamp wie gjin man sa needrich as hy.

Nei de plechtichheit by de Tint trieken se allegearre, Mozes en de acht en sechstich mannen, wer nei it kamp en dêr waerden ek Eldad en Medad opnommen yn 'e rige. En de oare deis joech God it fleis dat Er syn folk biloofd hie! In fûle wyn jage kwartels

op by de sé en om it tintekamp fladderen se del en fongen de bern fan Israël se. Hja hiene safolle dat hja se net út it swiet koene en se droegje moasten yn 'e sinne. Mar dat oare wurd, dat it fleis har net ta in seine wêze soe, mar ta in flok, dat kaem ek nei. In swiere pleach briek út en forskate minsken stoaren, guon noch mei it fleis yn 'e mûle. Sa wie der rou en fortriet yn it kamp op dizze dei dy't sa bliid bigoun wie. Letter, doe't hja wer fierder teagen neamden se dit plak: Kibroot-ha-tàäwa, dat bitsjut: ‘Grêven fan 'e fûle honger’, omdat de honger nei fleis safolle yn it grêf brocht hie.

Folk sûnder takomst

TRIJE MOANNE LETTER KAEM IT folk Israël to Kades, in oäse dêr't de romte fan wetter wie en iten foar de bisten. It lei net ienris fier mear fan Kanaan. Yn it Noarden, in blauwige streek foar de ljochte loft, stiene de bergen fan it Suderlân; dêrefter moasten de heuvels wêze dêr't Abraham wenne hie en Izaäk en dêr't Jakobs soannen de keppels lytsfé weiden. It wie in goed ding dat hja ticht by it biloofde lân wiene en dat dizze mars troch de wyldernis nei de ein roun: hja koene it net lang mear úthâlde yn dizze gleone steppe, yn de donkere, broeiske tinten, mei alle dagen datselde swiete brea. En doe gyng op in goede dei it nijs troch it kamp, dat Mozes tolve mannen útsocht hie, ien út elke stam, en dat dy nei it lân fan Kanaän soene om it to bispieden. Hja namen it as in moedich teken, dit heukerjend folk: it koe oars neat bitsjutte as dat de greate oanfal nou mei gauwens bigjinne soe. Hja hiene allegearre wol mei wollen, mar dat koe nou ienris net; God sels hie tsjin Mozes sein dat it tolve wêze moasten en net mear en bûtendat, it koe nou noait lang mear duorje, dan wiene se der allegearre.

Mar doe't de tolve bispieders fuort wiene en dagen en wiken weibleauwen, doe foel it wachtsjen har al lang. It like oft de woastine noch wider en deadsker wie, oft de sinne noch wreder skroeide, oft it manna har noch mear tsjin stie, nou't al den dei har gedachten wiene yn dat fiere, wûndere lân. Hwat in wielde soe dat wêze: in eigen hûs yn it koele skaed fan beammen, in eigen ikker dêr't de jounwyn soeide troch it rypjend nôt, in eigen lân dêr't gjin fijân ynkomme koe, om't de Heare de wacht hâldde. It soe net fansels gean, hja soene der om fjochtsje moatte, mar dat kaem ek wol wer goed. As dy bispieders nou hast mar werom kamen...

It duorre folút fjirtich dagen ear't hja der wer wiene en doe't it sa fier wie, roun hiel it kamp út om har op to heljen: gjin ien bleau yn syn tint dy't de fuotten tille koe. Dus, alle tolve wiene se der wer, der miste net ien, mar Mozes hie ek de bêsten en de sterksten útsocht: Jozua wie der by, dy't doe by Rafidim de Amalekiten slein hie en Kaleb, dy't foar Juda mei west hie. Hja soene hwat to fortellen hawwe, dy moedige keardels, as hja earst hwat bikommen wiene fan 'e reis! En dat it in goed lân wie, dat koe men sa wol sjen, hwant twa fan harren droegen oan in sterke stôk in druvetros, sa great en swier as hja sels yn Egypte noait sjoen hiene.

Dyselde deis kamen de âldsten fan it folk by Mozes en diene de tolve forslach fan 'e reis. Fjirtich dagen hiene se der oer dien en it hiele lân hiene se troch west, fan it uterste Suden oan de hege bergen yn it Noarden en fan it djippe Jordaen-bekken nei de Westlike sé. En it wie in bêst lân, dat Kanaän en hiel it folk koe der maklik in plak fine; der wie de romte fan boulân en Mozes hie neat to folle sein, doe't er it hie oer in ‘lân dat fan molke en hunich oerroun.’ Nammers, hja koene sels mei eigen eagen sjen hwat fruchten der groeiden: granaetappels en figen en dan dy machtige druvetros.

Ja, it lân, dat hoegde noait better, mar de minsken dy't der wennen, dat wiisde sa goed net. It folk fan dat lân wie tige sterk en de stêdden wiene great, mei muorren der om hinne, en earne yn in delling hiene se reuzen sjoen. Dat it soe net tafalle om it yn to nimmen, as hja der tominsten oait ynkamen. En hja seagen tige somber en skodhollen drôvich, suver hast as wie it al fêst dat hja it lân net krije soene, dat God har mei in eed biloofd hie.

De âldsten harken raer op by dit forhael: hja hiene fêst tocht dat de tolve mannen goede tiding bringe soene en dat de oanfal op 'e Kanaäniten al gau bigjinne soe. En nou kaem it hiel oars út! Hie dan alles noch om 'e nocht west, de úttocht út Egypte, de reis troch dizze wyldernis, de oerwinning by Rafidim, it wetter út 'e rots en it manna, Gods wûnderbrea?

Mar doe't hja mompelen, dat it dochs wol neat wurde soe en dat Mozes har bidragen hie, kaem Kaleb nei foaren, de man út 'e stam fan Juda. ‘It is wier’, sei er, ‘dat de stêdden sterk binne en it folk fan it lân machtich, mar de tsien mannen forjitte it fornaemste: dat de Heare mei ús is en dat syn flok leit oer de heidenen. Dat Jozua en ik binne net bang foar de fijân en wy sizze: Lit ús optsjen en it erflik yn bisit nimme, hwant wy kinne, wy kinne har oer!’

'*...it lân, dat hoegde noait better, mar de minsken...*'

Jitris namen de oare tsien it wurd. ‘Kaleb kin it moai sizze’, seine se, ‘mar mei moaije wurden kin men gjin lân ynnimme. It is nou ienris sa: it folk dat yn Kanaän wennet is sterker as wy; wy hawwe dêr reuzen sjoen en doe't wy njonken har stiene, moasten wy by har opsjen en hja forachten ús, net oars as wiene wy sprinkhoannen. En as it nou allinne dy iene famylje reuzen noch wie, dy bern fan Enak - mar alle lju yn dat lân binne tige lang. It is in moai lân dêr't altyd oarloch is: it fortart syn eigen biwenners en gjin folk kin der rêstich wenje.’

En doe setten ynienen al dy âldsten har lûd út en skriemden lûd en bitter. Nou hiene se sa'n langst hawn om nei Kanaän ta, nou wiene se hast by de grinzen en nou hie alles noch om 'e nocht west. En doe't hja wer yn it kamp kamen, elk by syn eigen ôfdieling, fortelden se it folk, dat der gjin hope mear wie en dat hja noait yn it biloofde lân komme soene. Hwat Kaleb sein hie, dat brochten se mar net ienris oer, of hja gyngen der hwat licht oer hinne en dat de Heare sels har it lân biloofd hie, dat neamden se net en willemoeds stokelen se it folk tsjin God en Mozes op.

It woe dat koppich folk mar al to goed oan en doe't it joun waerd, wie it hiele kamp yn ûnstjûr. Hja gyngen net op bêd en suver foar alle tinten sieten mânlju en gûlden en jammeren. Hiel de lange joun gyng dat sa troch en al de ûren fan 'e nacht. It like wol oft hja yn 'e slach west hiene en forslein wiene, ynpleats dat de striid noch bigjinne moast. It kaem net ienris yn har op dat hja der slim kwea oan diene, dat hja God tergen mei har gejammer, dat dit noch slimmer wie as doe har twingen om fleis. Mei in eed hie God har biloofd dat hja Kanaän yn erfbisit krigen en hjir skriemde it hiele folk, dat hja der noait ynkomme koene. Suver as hie God nea ta har sprutsen, as telden se syn wurden net. En iderkear wer rôpen se dat hja allegearre falle soene yn 'e striid en dat har earme froulju en bern de fijân ta bút wêze soene. Hoe letter it waerd, dy freeslike nacht, hoe mear't hja har opwounen, oan't op it lêst it hiele kamp útsinnich wie fan bangens. It wie hast al moarn, doe't hja net mear koene en doe't de stilte foel nei dat wyld trelit.

Mar it bleau net lang rêstich en ier al yn 'e moarntiid gyngen se nei Mozes en Aäron ta. Driigjend stiene se foar har, de fûsten oprôlle, de kiel noch heas fan it gûlen. ‘Lit ús weromgean nei Egypte, hwant hwerom hat de Heare ús hjir brocht, as wy dochs allegearre falle moatte troch it skerpe swurd? Lit ús de Farao tsjinje, dat is better as dat ús froulju en bern de fijân yn 'e hannen falle. Jo hawwe ús út Egypte brocht, hear Mozes, lit nou de bazunen blaze en bring ús wer werom. Wy binne ré om hjoed noch op mars.’

H ystie foar har, Mozes, heech en rjocht en syn donkere eagen flammen. Tochten se nou wier, dat dwylsinnich folk, dat er har werombringe soe yn it slavehûs fan Egypte, dêr't God har útfierd hie mei de sterke earm en mei de romte fan wûnders en pleagen? Bigriepen se dan net, mei har gejammer, dat Gods grime opsette soe as in ûnwaer, dat it net lang duorje koe of it soe losbrekke en har forniele?

‘Noait’, sei er daegjend, ‘noait fier ik jim werom. Ik stjer leaver.’

En noch kamen se net ta ynkear, noch woene se net nei him harkje. Bretael bigounen se to roppen: ‘As Mozes en Aäron dan net wolle, dan kieze wy in oare lieder en dy sil ús nei Egypte, nei de Farao bringe.’ Mozes hearde oan har lûd, dat hja it mienden. Nei dizze wylde nacht wiene se ta alles yn steat; it hie gjin sin mear dat er mei har praette, hja woene dochs gjin reden forstean. Plat op 'e groun liet er him falle, flak foar har fuotten en njonken him lei syn broer Aäron. Sa leine se dêr,

twa machteleaze minsken, de hannen útspraet en sa wachten se op God, dy't komme soe om dit opstannich folk to straffen.

Doe kamen Jozua en Kaleb noch ien kear nei foaren. Tusken Mozes en it folk gyngen se stean en skuorden de mantels stikken. Hja hiene gjin hoop mear dat it folk nei har harkje soe, mar as hja nou net sprieken, dan soene se skuld mei hawwe. ‘Hâld op’, rôpen se, ‘en stean net langer tsjin de Heare. Dat lân is in tige goed lân en as God in wolbihagen oan ús hat, dan sil er ús der wis ynbringe. Hwant Hy is as in fortarrend fjûr en dy Kanaäniten hawwe gjin skaed mear om to skûljen foar syn lôge. Lit ús dan moedich optsjen, yn syn namme en syn krêft en wy sille winne.’ Mar dit folk wie net mear to bilêzen: de hiele binde kaem op 'e beide mannen ta.

Hja sochten stiennen op, skerpe hoekige stiennen om Jozua en Kaleb to deadzjen. Dy stiene noch op itselde plak, rjocht en swijend, de skuorde mantels los om 'e lea. Hja flechten net; har plak wie by Mozes en Aäron en as de dea der yn bigrepen wie: it wie better mei Mozes to stjerren as to libjen mei dit folk.

En doe ynienen, noch foar't de earste stien har rekke hie, kaem achter har de Heare del; it fjûr fan syn hearlikheit skynde it folk yn 'e eagen en hja skrillen to-bek. Bang lieten se de stiennen falle en hearden se de stim des Heare dy tsjin Mozes spriek. ‘Hoe lang sil dit folk My tergje en hoe lang sille se My net leauwe, hoewol't Ik al dy wûnders foar har eagen dien haw? Nou sil Ik se slaen mei de pest en Ik sil dy meitsje ta in greater, better folk.’ Nou wisten se it dan, hoe great har sûnde wie en bang wachten se hwat Mozes sizze soe. As er nou sei: Goed Heare, forniel se mar, dan soe dêrmei de pleach útbrekke en hja soene allegearre stjerre en in oar, in frommer folk, it folk fan Mozes, soe letter de blide yntocht dwaen yn it biloofde lân. Mar sels nou noch kaem Mozes foar it oerhearrich folk op; sels nou noch hie er har leaf en tocht er net om himsels. Hja hearden him roppen, lûd en smeekjend: ‘Heare, Jo kinne ommers dit folk net deadzje, hwant de Egyptners witte dat Jo yn har formidden wenje en as Jo har nou deadzje, sille dan de heidenen net opsprekke en sizze: Om't er har net bringe koe yn it biloofde lân, dêrom hat Er se slachte yn 'e wyldernis? En net allinne om 'e fijannen smeekje ik Jo en om 'e eare fan Jins namme, mar Jo hawwe ommers sels sein, dat Jo lankmoedich binne en great fan geduld, alhoewol't Jo de sûnden fan 'e âlden straffe oan 'e bern. Wês dan hjoed genedich Heare en forjow noch ien kear, lyk as Jo al sa faek forjown hawwe.’

It waerd stil en hiel it folk wachte yn spanning, hwat de Heare antwurdzje soe. Noch baernde dêr foar de Tint de gleone gloede fan Syn hearlikheit, mar der wie gjin stim en gjin antwurd. En wer bigoun Mozes to bidden en wer foel dy djippe, bange stilte en wer kaem der gjin lûd. De Heare woe net antwurdzje en doe't it lang duorre, gyng it folk nei syn tinten: faeks soe de Heare sprekke as er by Mozes allinne wie. Mar ek de oare deis kaem der gjin antwurd en de deis dêr op net en yn gjin wiken. It waerden dagen fan greate spanning en it folk wachte mar; hja bigriepen wol, dat der in swiere straf komme soe, mar gjin ien wist hwat it wurde soe. En dat Mozes noch bidde mocht, alle dagen wer oan, dat wie in teken dat God syn hannen noch net alhiel fan har ôfloek. Hy harke dan dochs nei Mozes' bea. Mozes... Noch noait sa goed as yn dizze wiken, hiene se witten hoe goed hy wie en hoe geduldich. Alle dagen wraksele er mei God; skoften lei er foar de tint, deis yn 'e gleone brân fan 'e sinne en soms de nachts noch, yn 'e knipende kjeld. En dat allegearre foar in folk dat him ferge hie en dat altyd wer tsjin him opstie ...

Fjirtich lange dagen duorre it, ear't de Heare mei Mozes spriek. ‘Ik forjow neffens dyn wurd. Mar it is net om 'e laster fan 'e fijannen, hwant de hiele ierde is dochs fan myn hearlikheit fol; it is om't Ik genedich bin en lang fan geduld. Mar al forjow Ik dizze kear noch, Ik sil ek straffe. Sa wier as Ik libje, al dy't myn macht en myn wûnders sjoen ha en dy't my nou tsienris hifke hawwe, al dy minsken sille it lân dat Ik jim tasein haw, net sjen. Gjinien fan harren sil der ynkomme, bihalve Jozua en Kaleb, de beide mannen dy't My folge binne oan 'e ein ta en dêr't in oare geast yn wie, dy sille ienris der yn gean en har bern sille it ervje, ek al wenje der reuzen yn it Suderlân. Gean dan hinne en siz tsjin it folk dat hja fjirtich jier wenje sille yn dizze toarre wyldernis: fjirtich dagen hawwe se it lân bispieden, fjirtich jier sille se swalkje

yn 'e woastine. En yn dy tiid sille alle minsken dy't tweintich jier binne of âlder, stjerre; har deade lichemen sille falle yn 'e steppe en de bern dy't jonger binne en alle bern dy't yn dy fjirtich jier berne wurde, dy sille letter yn Kanaan komme, yn it lân fan 'e rêst. Hja hawwe sein: “Lit ús werom gean”; dêrom sille se werom gean, de kant op nei de Reidsé; hja seine: “Noait sille wy dat goede lân sjen”; dêrom sil net ien fan harren der yn komme! Hja hawwe jammere: “Ús earme bern, hja wurde de fijân ta bút;” nou dan, dy bern, dy sille wenje yn it biloofde lân! Ik, de Heare, haw sprutsen en Ik sil it ek dwaen.’

Mozes hie neat mear to sizzen nei dit Gods-

wurd; hy bigriep dat er nou net langer hoegde to bidden, dat de straf fêst komme soe. It wie wol in swiere straf en hy en Aäron en Jozua en Kaleb en al dy jonge minsken dy't noch gjin tweintich jier wiene, soene itselde lot mei drage moatte, hoewol't hja net meidien hiene oan it oproer. Der wie neat oan to dwaen; hja hearden by it folk; nou moasten se mei har folk lije. En der wie dochs ek noch genede yn dit oardiel: in folk dat de dea fortsjinne hie, mocht noch lange jierren libje; dy't stjerre soene yn 'e wyldernis, dy mochten hoopje dat ienris har bern yngean soene yn it biloofde lân.

Mar lykwols bleau it in swiere straf en mei in drôvich hert gyng er nei it kamp om de bern fan Israël it fonnis oan to sizzen. As hja dan nou mar wizer wurden wiene, as hja nou de straf mar geduldich drage woene en net wer tsjin 'e Heare yn it forset gyngen. Doe't er by de tinten kaem, wachte it folk al op him: de straf wie al bigoun, de tsien forspieders dy't it folk oerstjûr makke hiene, wiene sa mar hastich stoarn. Dat der wie gjin ien dy't hwat sizze doarst, doe't Mozes har de wurden des Heare oerbrocht. Mar hy koe wol fornimme dat hja de straf tige slim founen. It wie ek slim, foar himsels ek. Fjirtich jier hie er yn dizze woastine de skiep fan Réhuël weide; nou moast er noch fjirtich jier mei dit folk oanpiele. As er to-minsten net earder stoar! O, Heare, tocht er, it is net maklik Jins tsjinstfeint to wêzen. En yn syn eagen blonken de triennen, doe't er it folk fuortgean seach, elk nei syn tint. Der wiene guon dy't yn har fûl fortriet de mantel to-skuorden; inkelden gûlden, hertstochtlik en lûd; de measten gyngen swijend, de lippen stiif opinoar, de holle bûgd; in folk dat gjin takomst mear hie. It koe net en de straf wie fortsjinne, mar hy hie wol stjerre wollen, Mozes, as dat folk fan sines dan doch mar yngean mocht yn dat hearlik lân ...

Ien ding wie er bliid om, by alle ellinde, dat hja net yn opstân kamen en dat hja har skikten yn har bitter lot.

Mar de oare moarns die it bliken dat hja noch neat leard hiene. In greate kloft sterke keardels kaem by him, de mulriem om, de wapens yn 'e fûst en sei: ‘Sjoch, hjir binne wy! It hat mis west juster, dat wy net optsjen woene, mar nou sille wy it goed meitsje. Kom nou, en lit de ark foar ús út gean en wy sille folgje, Gods hearrich folk!’

Mozes skodholle. Hiene se nou noch net bigrepen dat hja de straf op har nimme moasten, dat hja Gods oardiel net ûntrinne koene? Wwerom nei de Reidsé stjûrde God har en nou wisten se it wer better en woene se dochs nei Kanaän? ‘It kin net’, sei er earnstich, ‘en it sil net seinge wurde! Tsjoch net op, hwant de Heare is net yn jimme formidden en jim sille falle troch it swurd fan 'e Amalekiten.’

It holp neat dat Mozes har warskôge. Hja wiene dochs fêst des Heare folk, dat Hy koe har net omkomme litte, Hy moast har helpe! As Mozes dan net doarst, dan founen se wol in oare lieder; as de arke net meigyng en de preesters net - it hindere allegearre neat, hja gyngen dochs. Mei in swier moed seach Mozes har fuortgean, it Noarden yn; hy wist, dat it noait goed komme koe. Mienden se nou wier, dy dwazen, dat hja God twinge koene om mei? Wisten se nou noch net, dat de Heare helpt hwa't Er wol en forlit dy't Er wol? Hy koe der nou neat mear oan dwaen; hja moasten it nou sels mar ûnderfine!

Net ienris oan 'e bergen kamen se ta: de Amalekiten en de Kanaäniten teagen út, har yn 'e mjitte en sloegen it hiele leger útinoar. De measten foelen yn 'e striid of kamen om op dy wylde flecht en dy't it libben der al ôfrêdden, kamen biskamme werom yn it kamp en skikten har ûnder Mozes' lieding.

Dy fierde har doe werom, it Suden yn, de kant op nei de Reidsé.

It greate oproer

TIGE STADICH GYNGEN DE JIERren foarby, de fjirtich jier dat hja swalkje moasten yn 'e wyldernis. Jierren oanien wiene se yn Kades, mar fan tiid ta tiid brieken se op, om weide to sykjen foar it fé. It wie in swier libben; alle dagen wie der wer itselde: donkere rotsen, it brune sân, de wide, platte tinten, it swiete manna, de gleone sinne oerdei, de kjeld

yn 'e lette joun. En it slimste wie noch, dat it nou altyd sa bliuwe soe, dat hja gjin hoop mear hiene op better. Nei dy mislearre tocht nei it Suderlân hie net ien mear bisocht om Kanaän yn to gean; hja diene hwat Mozes har oplei en as de wolkkolom foar har úttriek, gyngen se der efteroan, wurch en ûnforskillich. Hwat kaem it der op oan hwêr't hja hinnetrieken, as hja dochs noait yn dat goede lân komme koene?

En wilens groeide om har hinne in nij geslacht op: allegearre dy't noch gjin tweintich jier wiene doe't God har weromstjûrde en al dy tûzenen, dy't letter berne wiene. Suver in nij folk wie it, jong en moedich en oan dit hurde libben wend. Fansels, hja telden de jierren en ienris, as de straftiid om wie en al dy âlde minsken stoarn, soene se yngean yn dat lân fan molke en hunich, dat net ien fan harren oait sjoen hie, mar dat God de âffears ta-sein hie. Allinne by tiden koe it har oanfleane, dat it sa skriklik lang duorje moast en dat hja mei bilije moasten hwat dy oaren misdien hiene. En soms, as der gjin wetter wie en gjin foer foar it fé, waerd it har to machtich en kamen se yn it forset tsjin Mozes en Aäron; dan kaem de Heare del en hâldde rjochtdei, krekt sa lang oan't har grime bikaem en hja har wer deljoegen ûnder de hân fan Mozes. Ien fan 'e slimste rampen yn dy jierren fan swalkjen en wachtsjen wie it oproer fan Korach, Dathan en Abiram.

Hy wie út 'e stam fan Levi, Korach, en it hie him altyd al yn 'e wei west, dat Aäron syn famylje preester wurde mocht en dat al de oare Leviten it net fierder bringe koene as helper-by-de-Tabernakel. Wie Aäron dan safolle better as alle oaren? Dy hie doe oars by de Sinaï ek al net sa'n bêst foarbyld jown, de deis fan it gouden keal, mar fansels, hy wie net om 'e nocht in folle broer fan Mozes en dy hâldde him de hân boppe de holle. As it goed soe, tocht Korach, dan moasten se beide oan kant, Aäron en Mozes en dan koe hysels it hegepreesterskip oernimme.

Doe't er lang mei dy plannen omroun hie, praette er der oer mei oaren en sa kaem er yn 'e kunde mei Dathan en Abiram, twa mannen út de stam fan Ruben. It wie in âld gebrûk yn Israël, dat de âldste soan yn 'e hûs it preesterwurk waernaem en Ruben wie de âldste fan Jakobs soannen; dat Dathan en Abiram founen dat it preesterskip har earder takaem as Levi en hja woene Korach wol graech helpe om Aäron en Mozes ôf to setten. Faeks dat hja dan noch mei Korach sels yn 'e slach moasten, hwant dy soe wol net fan doel wêze om him del to jaen ûnder de Rubeniten, mar dat wie fan letter soarch. As earst Mozes mar ris út syn heech amt set wie!

En doe bigounen se, earst by freonen en kunde en letter ek by oaren, help to sykjen. It slagge har twa húndert fyftich man mei to krijen, allegearre fan 'e âldsten, lju dy't ynfloed hiene en dy't wis in hiele oanhing oanbringe soene. Dryst gyngen se op in kear nei de beide bruorren ta en easken dat dy har amt dellizze soene. ‘It hat nou moaijernôch west’, seine se; ‘it wurdt heech tiid dat ek oaren ris hwat to sizzen krije. Hwant Aäron is neat better en neat hilliger as wy: de hiele gemeente des Heare is hillich. Nou dan, hwerom keart Aäron ús dan by it alter wei?’

Mozes wie net in man dy't earst om him sels tocht en hy hie dit amt, de lieder to wêzen fan Gods folk, net bigeard. Sa maklik wie it nammers net om midsman to wêzen tusken de Heare en dizze oerhearrige minsken. Né, as God sels him fan syn post ôfrôp en in jonger man yn syn plak sette, dan soe er bliid wêze. Mar dêrom koe er noch net dwaen hwat Korach en syn maten woene. God hie him roppen út it lôgjende toarn-bosk wei en Hy hie Aäron roppen ta de tsjinst fan it alter - gjin minsken hiene it rjocht om him oan 'e kant to skouwen. Dy greatske plannen fan de Leviten gyngen net tsjin him en syn broer, mar tsjin God de Heare, dy't har útkard hie. En

dêrom soe er dizze mannen sels net straffe - hoewol't er der it rjocht ta hie! - mar hy soe it oan God oerlitte. En wer, foar de Tint fan 'e gearkomst, gyng er plat oer de groun lizzen, hy mei syn broer Aäron, en wer joegen se har saek oan 'e Heare oer. Doe't de Heare mei him sprutsen hie joech er him oerein en gyng op Korach ta. Moarnier sil de Heare útslûtsel jaen, hwa't Er útkard hat, jimme of ús. Nim dan jimme wiereekfetten, Korach en syn hiele gearspanning, en doch der fjûr op foar it antlit des Heare. Ek Aäron sil foar de Tint stean mei syn wiereekfet en as de Heare delkomt, dan sil de man dy't Hy útkiest

libje en hwa't Er net oannimt, dy sil stjerre.'

Heech en greatsk stie Korach dêr. 'It is goed', sei er, 'wy binne net bang en moarnier sil it hiele folk sjen dat wy hillich binne.' Mozes seach har gean en it gyng him nei, dat hja sa koppich wiene. It wie op it lêst syn eigen bloed, mannen fan syn eigen stam. Hoe koene se sa? Bigriepen se dan net, dat hja stjerre moasten moarn, dat God de Heare har fordylgje soe? Noch ien kear rôp er har werom; noch ien kear warskôge er har. 'Is it dan noch net moaijernôch, jim bern fan Levi, dat God jim ôfsûndere hat fan it folk en dat jim helpe meije by syn offers? Bigeare jim nou ek noch it preesteramt, dat Hy yn syn wysheit oan Aäron jown hat? Hwant net tsjin Aäron spanne jim gear, mar tsjin de Heare; hwant Aäron, hwat is hy, dat jim tsjin him opsprekke?'

Mar hwat er ek sei, it joech neat: Korach en syn rounte sloegen syn wurden yn 'e wyn. Dan woe er it tominsten noch bisykje mei Dathan en Abiram; miskien soene dy nei him harkje en har bikeare, nou't it noch tiid wie. Hy stjûrde boaden út om har to roppen en wachte fol spanning. As hja kamen en nei him harken, hwa wist soe dan Korach noch net bilies jaen. Mar de boaden kamen werom, sûnder de beide Rubeniten en brochten mismoedich har wurden oer.

'Wy binne net fan doel to kommen!' hiene Dathan en Abiram sein. 'Is it al net moaijernôch, dat Jo ús opfierd hawwe út Egypte, dat lân fan molke en hunich, om ús to deadzjen yn dizze wyldernis? En wolle Jo nou ek noch de hear oer ús spylje? Ek hawwe Jo ús net brocht yn in lân dat fan molke en hunich oerrint. Wy komme net!' Djip fielde Mozes de hún fan dy spotske wurden. Troch de skuld fan dit oerhearrich folk moast hysels fjirtich lange jierren bliuwe yn 'e woastine en nou forwieten se it him. Noait, yn al dy tiid net, hie er har in wurd missein, noait hie er ien in skiep of in ezel ûntset en nou woene se net ienris komme as er, út goederbêst, har rôp. En bitter fan gemoed bea er: 'Heare, straf har moarn en sjoch net nei har offer om.'

De oare moarns bitiid al wiene Korach en syn rounte foar de Tinte, ré ta de greate striid. Allegearre hiene se it wiereekfet yn 'e hân en foar har oer, in iensum man tsjin hiel dy greate kloft, stie Aäron, de hegepreester. Doe kaem de hearlikheit des Heare del en wyld bigounen dy twa hûndert fyftich to draeijen en wyld swaeiden se de koperen fetten, dat de wiereek om har hinne walme, in mantel dy't har biskermje moast tsjin it gleone fjûr. En ek Aäron swaeide syn wiereekfet, hy allinne, en fan in mantel hie it net folle wei, dy mannich tinne wolken dy't om him hinne wynderen, mar lykwols bitroude er en bang wie er net.

Út it fjûr foar de tint kaem de stim des Heare: 'Sûnderje jim ôf, Mozes en Aäron, út it formidden fan dit folk en Ik sil se op ien stuit fordylgje.' It kaem Mozes net ûnforwacht oer, dit strange wurd: it moast sa komme en hy hie der om bidden juster. Mar it hiele folk? Né, dat hie syn doel net west, it folk hie dizze kear gjin skuld. Wer leine se plat tsjin de groun en wer smeke Mozes: 'O God, o God fan alle minskesielen: as ien man tsjin Jo sûndiget, sille Jo dan grammoedich wurde op in hiel folk?'

En wer harke God nei syn freon Mozes. 'Ik sil sparje', sei Er, 'mar lit dan it folk by dy mannen weigean; lit allinne bliuwe dy't mei yn it komplot binne, hwant hwa't by Korach en syn gearspanning stean bliuwe, dy sille mei him stjerre.'

It folk stie net lang yn bistân: hja hiene de stim des Heare heard en hja seagen it blinken fan syn fjûr en bang en beevjend flechten se by Korach en syn mannen wei.

It wie neat to gau, hwant noch mar krekt stiene se op in feilige distânsje, doe wjerljochte it út 'e Tint en de hiele kloft foel dea op 'e groun. Út de fallen wiereek-fetten walme it noch oer de deaden hinne: wiereek, dy't it fjûr fan Gods grime net keare koe... En njonken de fallenen, rêstich en rjocht, stie Aäron en syn wide mantel wie net ienris skroeid. Doe koe it folk dan sjen, hwa't de Heare útkard hie ta it preesteramt.

Fuort nei dat freeslik oardiel rôp Mozes al de âldsten fan it folk gear en mei har gyng er nei de tinten fan Dathan en Abiram. Juster wiene se net kommen, doe't it noch tiid wie, nou kaem er sels, mar nou wie de tiid fan genede oer. Dathan en Abiram stiene al op him to wachtsjen foar de doar fan 'e tint en om har hinne stiene al har

bern en bernsbern en har beide froulju. Noch like greatsk stiene se dêr as doe't juster de boaden kamen om har to roppen. Hja wisten nou wol dat hja de slach forlern hiene, hja fielden dat hja stjerre soene, mar hja wiene to greatsk om skuld to biliden. Mozes moast mar dwaen hwat er net litte koe, mar hja soene net om genede biddelje! Om God, dy't nou mei syn straf oer har kaem, tochten se net. Mozes, de man fan Levi, dy haten se en hja wiene fan Ruben, Jakobs âldste soan...

Mozes sei gjin inkeld wurd mear tsjin har. Hwat joech it nammers as hja dochs net harkje woene? Mar it folk soe witte dat dizze straf net fan himsels ûtgie, dat it net om syn eare gyng of om syn heech amt, mar dat God it die. ‘Gean by de tinten fan Dathan en Abiram wei en roer nearne net oan dat fan har is, oars sille jim mei har stjerre. En dat jim goed witte sille, dat de Heare my stjûrd hat om dizze mannen to straffen en dat ik it net út myn hert bitocht haw - sjoch, dêrom sille hja net lyk as oare minsken stjerre, mar de ierde sil syn mûle iependwaen en hja sille libben yn 'e djipte farre en dan sille jim witte dat dy mannen de Heare terge hawwe en dat ik jimme liedsman bin.’

Fuort-yn-ienen flechte it folk en net ien bleau by Dathan en Abiram oer as har froulju en har bern: dy hâldden it mei har en woene har net forlitte. En dêrmei skuorde de rotsige groun wiid iepen, en minsken en fé en tinten, alles dat fan de beide greatske mannen wie, stoartte yn 'e donkere djipte. Nou't it to let wie, foar ivich to let, nou woene se noch wol oars en in freeslik deadsgejammer gyng op út 'e kûle. It koe net mear helpe en gjin minske koe har rêdde; boppe har gûlen skoude de ierde ticht.

Let yn 'e joun, forslein en wurch, sochten Israëls bern de slieptint op. Mar sliepe koene se net. Dy't it fan tichteby meimakke hiene, wiene djip ûnder de yndruk en waerden stil by dat greate wûnder; de bêsten fan it folk bûgden de holle en tochten: God hat sprutsen en nou past it ús to swijen; it hie ús ek oerkomme kinnen, hwant de sûnde wennet ek yn ús hert. Mar de measten hiene fan it godsoardiel neat sjoen en dy tochten: Hie de Heare nou net hwat mylder straffe kinnen? Safolle skoandere minsken dea; moast dat nou sa? Of wie it fan Mozes útgien en hie dy syn kâns waernommen om syn fijannen út 'e wei to romjen? Ja, dat moast it wêze: de Heare wie barmhertich, mar Mozes, dy wie to strang.

En de oare moarns, mei man en macht, stiene se wer foar Mozes en Aäron. ‘It hie net moatten’, seine se forwitend, ‘dy minsken mienden it ommers net sa slim. Jim hawwe it folk des Heare deade, Gods fromme bern, en wy sille har wreke.’

O Heare, tocht Mozes, bigjint it nou wer fan foarenoan? Bigriep dat folk nou noch net, hoe swier dy mannen sûndige hiene? Wiene der nou noch gjin deaden genôch? ‘Kom’, sei er wurch, ‘folgje my nei de Tint.’ Hy soe syn saek wer oan 'e Heare oerjaen en Godsels soe rjocht dwaen tusken him en har. En as it wêze moast, as Gods grime op 'e nij oplôge, soe er wer foar har bidde. Mar hja makken it him al tige swier.

Noch mar krekt stiene se by de tint, of des Heare hearlikheit kaem del en wer spriek de Heare: ‘Mozes en Aäron, jow jim by dit folk wei en Ik sil se fordylgje.’ En suver op it selde stuit briek de pleach los en seach Mozes mânlju fallen. Noch noait wie de straf sa gau folge of it fonnis, noch noait hie syn bidden sa nedich west. Alles forgeat er, har opstân, har oerhearrigens, al it lêst dat hja him dizze jierren oandien hiene, by dit iene: dat hja stjerre soene as hy net foar har opkaem. ‘Fluch’, sei er tsjin Aäron, ‘helje dyn wiereekfet en fjûr fan it alter en doch forsoening oer it folk, hwant de grime is fan des Heare antlit útgien en de pleach is al bigoun.’ Doe

wurp er himsels foar de Heare del en plat oer de groun lei er to bidden, sa lang oan't Aäron wer kaem. Gâns minsken wiene al fallen en oer libbenen en deaden, oer siken en stjerrenden, swaeide Aäron de blauwe wiereekwalm. Doe't lang om let de pleach ophâldde wiene tûzenen minsken stoarn. Deselde jouns noch, bûten it kamp, bigroeven se de deaden. De wiereekfetten, dy't Korach en syn mannen brûkt hiene, pletten se en ta in oantinken waerd it koperen alter der mei bislein.

En wer gyngen de lange, gleone dagen foarby. Yn it kamp bleau it stil en nimmen doarst de hân mear tsjin Mozes en Aäron opheevje. Mar de Heare woe net dat syn

folk allinne út bangens hearrich wie: yn syn genede die er noch in wûnder om har to learen, dat Hy, de Almachtige frij is to kiezen dy't Hy wol en dat dan de minske him skikke moat. As Hy Aäron rôp ta it amt fan hegepreester, dan hie Korach it rjocht net en liz der tsjin yn; as Hy Levi útkarde ta it wurk yn 'e tabernakel, dan mocht Ruben de hân op 'e mûle lizze.

Op Gods bifel naem Mozes fan elke stam in houten stêf en sette de nammen fan Jakobs soannen der op; allinne op dy fan syn broer kaem net to stean ‘Levi’ mar ‘Aäron.’ Sels lei Mozes de tolve stêven del yn it hillige, ticht by it foarkleed dêr't de ark achter stie. De oare moarns, wylst de âldsten bûten wachten, kaem Mozes út it hillige en joech elk syn stêf wer oer. Mar yn dy nacht wie der in great wûnder bard: de stêf fan Aäron, dy't er jierren en jierren lyn út in amandelbeam snien hie, wie libben wurden: der sieten knoppen en blêdden oan en wite blossum en ripe fruchten. Biskamme gyngen de stamâldsten fuort: hja hiene de les wol goed forstien, dy't God har dizze moarn leard hie. Fan tolve stokken bloeide ien, fan tolve stammen waerd ien útkard en de hege Heare soe sels witte hokker en gjin minske mocht tsjin Him sizze: ‘Hwerom hy al en ik net?’

De stêf dy't bloeide en fruchten droech krige fuortoan syn plak yn it hillige. As der letter noch ris immen kommen soe, dy't Aäron út syn amt forkringe woe, dan koene se him de stôk sjen litte, dy't dea west hie en nou blossum droech en dêr't foar altyd de namme Aäron’ ynkurven stie. -

Sûnde en straf

IT LÊSTE JIER WIE YNGIEN DAT HJA noch swalkje moasten yn 'e wyldernis en soms tocht Mozes, dat dit fan alle fjirtich it swierste wurde soe. Noch noait hie it biloofde lân sa tichteby west, mar ek noch noait hie er sa yn 'e ein west, sa deadlik wurch fan dizze toarre steppe, fan dizze gleone sinne, fan dit oerhearrich folk; noch noait hie er sa útsjoen nei in eigen lân, nei in eigen hûs, nei it koele skaed fan beammen, nei it wetter út 'e eigen saed. Dat er dit nou noch bilibje mocht, dat er syn folk oer de Jordaen liede mocht yn it lân fan 'e rêst, it wie hast to folle foar ien dy't tachtich lange jierren tahâlden hie yn 'e woastine. En dan soe ek al gau de ein komme: hja wiene oer de hûnderttweintich, hy en Aäron en hja hiene net folle mear to freegjen. Mar dat hja dan rêste soene yn 'e selde groun dêr't ek Abraham to hôf brocht wie en Izaäk en Jakob en dêr't hja ek Jozef biïerdigje soene, dat wie genede. Mar it wachtsjen foel him al lang en it soe in lange, swiere striid wurde ear't hja har nei wenjen sette koene yn it eigen lân. En doe briek der op in kear sa mar wer in oproer út en stie it folk wer foar Mozes en Aäron, driigjend en forgrime. Hja woene net nei Mozes harkje en bitter seine se: ‘Och, wiene wy mar omkommen de deis dat Korach en syn freonen stoaren, dan hoegden wy nou net mear to stjerren fan 'e toarst. Dit is gjin lân fan sied, noch fan figen, noch fan wynstokken, noch fan granaetappels, ek is hjir gjin wetter foar ús en ús fé.’

En wer gyngen de beide bruorren nei de tinte fan 'e gearkomst en wer foelen se op har antlit en wachten se dat de Heare komme soe. Hoe faek hiene se nou al net bidden foar it folk, hoe faek wie de Heare al net tuskenbeiden kommen, hoe faek hie Er syn oardielen al net stjûrd yn it legerkamp? En dat hja nou noch net wizer wiene, dat hja nou noch gjin reden forstean woene! Dit wie gjin libben sa, it wie net út to hâlden. En dan sa ticht by it biloofde lân en yn it lêste jier!

Hy hearde hwat de Heare sei út it fjûr fan 'e tinte, mar it wie as gyngen dizze kear Gods wurden net yn him del. Hy wie tò wurch en syn hert wie sa bitter, sa forgrime. De stêf moast er ophelje, de stêf dy't yn 'e tabemakel lei en dy't bloeid hie... Dat wie earst al in mars yn 'e gleone sinne... Dan moasten se de gemeente byinoar roppe, alle âldsten fan it folk en dan moasten hy en Aäron foar har útgean nei de rots dêr yn 'e fierte... Dat wie dan de twadde mars... En dan moasten se sprekke tsjin de rots en soe der wetter út komme... Net slaen moasten se dus, lyk as dy oare kear by Rafidim, mar sprekke. En as er dan ris gjin wetter út kaem, hwat soene se dan sizze, dit dôfhûdich folk? Hja stelden har nou al sa oan, lit stean

as se har sin net krigen! En hwat moasten se sizze, hy en Aäron? Profetearje moasten se, tsjin dy deade rots dy't it dochs net hearre koe, mar dan sa, dat it folk it hearre soe en in klear bigryp krije fan God en fan syn genede en macht. Mar hwat sin hie sprekken, as dit folk dochs net harkje woe? En bûtendat, hy wist ek net hwat er sizze soe; hjoed stie him de holle net nei profetearjen, him net en Aäron ek net! Slaen soe er dy hurde rots, slaen sa fûl as sloech er op 'e hurde koppen fan dit wanhearrich skaei en dan soe der wol wer wetter útkomme. Hja krigen dochs altyd har sin... Goed, dan koene se dan mar wer drinke en God en syn gunsten forjitte... Syn wurgens en it lêst dat hja him oandiene dat kaem der fansels net op oan!

En al lilker tochten se har, dy beide mannen en al gleonder waerd har grime op dy lange, frjemde mars nei de hege rots Strang en driigjend stie Mozes dêr, de wûnderstêf yn 'e hân en twaris, sa fûl as er koe, sloech er op 'e hurde stien. Hy spriek net tsjin 'e rots, sa't him opdroegen wie, mar ynpleats sei er tsjin it folk: ‘Harkje nei my, jim oerhearrich skaei, moatte wy jim nou wer wetter út 'e stienrots slaen?’ Hy neamde God net iens, dizze forgrime profeet en it like wol oft hy en Aäron út eigen krêft dit wûnder diene Mar ek nou, yn har sûnde, liet God syn freon Mozes net biskamme stean en mei, de twadde slach foel, briek de rots iepen en brûsde it wetter der út, in brede, kleare stream oer it brune sân.

Mozes seach hoe't se der op ta sprongen en hoe't se dronken, hetsich, mei greate swolgen. Oan har sûnde tochten se al net mear, de bittere wurden dy't hja sein hiene, wiene al wer forgetten. Hwat in folk! O, hwerom hie God him doe roppen út it toarnbosk by de Hoareb, hwerom hie er him de lêst fan dizze gemeente op 'e skouders lein?...

Doe kaem de Heare jitris en rôp oan Mozes en Aäron. ‘Jim hawwe in greate sûnde sûndige’, sei Er strang, ‘jimme, dy't in foarbyld wêze moasten. Jim soene sprekke tsjin de rots en mei jimme wurden soene jim it folk leard hawwe, mar ynpleats hawwe jim slein en myn namme hawwe jim net ienris neamd. Dy stêf fan Aäron, dy't bloeid hat en fruchten droegen, hie Ik jim mei-jown as in teken fan myn macht, mar jim hawwe net oan myn almacht leaud en jim hawwe My net hillige foar de eagen fan Israëls bern! Jim wiene wurch fan dit folk, mar hawwe se My dan net mear as jimme terge, dizze fjirtich jier yn 'e woastine? Nou dan, omdat jim dit dien hawwe, dêrom sille jim dizze gemeente net bringe yn it lân dat Ik har jown haw, mar jim sille stjerre yn 'e steppe.’

It wie wol in swiere straf foar Mozes en Aäron en yn it earstoan foel it har net ta om der har ûnder del to jaen. Wie dat nou sa slim, dat hja ien kear des Heare wurd net dien hiene? Yn fjirtich jier ien inkelde kear? En hie dat folk net folle mear skuld, dat folk dat har altyd wer ferge? Mar doe't hja ta har sels kommen wiene, bigriepen se it dochs better. God hie har roppen ta in heech amt en krekt om't hja it folk in foarbyld wêze moasten, woech har sûnde dûbeld swier. Hja hiene God forgetten en allinne oan har sels tocht en nou moasten se de straf der foar drage. En sûnder wrok diene se ek fierder har wurk en sels it folk, dat de measte skuld hie oan har fal, koene se it kwea forjaen.

It plak, dêr't it folk tsjin God en Mozes striden hie, neamden se to-nei: ‘It striderswetter’, Meariba. En noait, yn 'e koarte tiid dat God har noch it libben gunde, hawwe se dat plak en dy namme forgetten.

Net lang nei dy drôve dei gyng it folk des Heare op mars, it Suden yn. Dit soe nou de lêste reis troch de wyldernis wurde, hwant alles wie nou ré om it lân Kanaän yn to gean It hie oars it doel west om troch Edom en Moab hinne, de koartste wei lâns nei de Jordaen, mar hoewol't hja it freonlik frege hiene, mocht it net. De keningen fan Moab en Edom fortrouden Israël net en woene fan gjin troch-tocht witte; Edom rôp sels it leger op om it bruorrefolk to kearen. Doe moasten se in lange omwei meitsje om it gebiet fan Edom hinne, in mars dy't wiken en wiken duorje soe.

It wie op dy reis dat Aäron, de broer fan Mozes, stoar. Sels naem Mozes him mei, him en syn soan Eleäzar, nei de berch Hor, dy't op 'e grins fan Edom leit. Aäron wist, dat dizze reis syn lêste wurde soe, mar hy skriemde en klage net. Hy wist, dat er folle dingen net goed dien hie - dat gouden keal, doe by de Hoareb, wie him noch net forgetten - mar hy wist ek dat God him

al syn sûnden forjown hie. En nou't er stjerre moast wie it in djippe treast, to witten dat syn soan nou it preesterskip waernimme soe. Mei eigen hân triek Mozes him de preesterklean út en teach er se Eleäzar oan en doe joech Aäron him del en stoar.

Togearre gyngen se nei ûnderen, de godsman Mozes en de nije hegepreester. Noch noait hie Mozes him sa iensum field as dy kear. Syn suster Mirjam wie noch net lang forstoarn en nou wie ek Aäron net mear yn libben; nou hie er allinne mar mear minsken om him hinne dy't jonger wiene as hy. Mar it soe net lang mear duorje dan soe ek hy de wurge holle dellizze en sa lang soe er trou dwaen, hwat de Heare him op lei. In swier libben hie er hawn, de âlde godsman, mar hy hie leard om alles oan God oer to jaen: dea en libben, wurk en rêst, alles woe er oannimme út syn hân.

Hja bleauwen tritich dagen by de berch en dy hiele moanne roude it folk om Aäron. Hy wie gjin man as Mozes, dizze Aäron, mar hy hie fjirtich jier yn har formidden wenne en noait hie er har hwat misdien en faek hie er Mozes holpen by syn moedsum wurk en faek hie er, as hegepreester, forsoening dien oer har kwea. Dat hy hie dy lange rou wol fortsjinne en hja skriemden lûd en bitter en skammen har, dat hy troch har skuld sa iensum stjerre moast.

Noch ien kear, op dy reis om Edom hinne, kaem it folk yn opstân, en noch ien kear briek der in slimme pleach út yn it kamp. Doe't hja wer driigjend om Mozes hinne stiene en opsprieken tsjin God - ‘Hjir is gjin brea en gjin wetter en ús siele walget fan dit mjitske manna’ - stjûrde de Heare slangen, dy't de minsken bieten. It waerd in swiere ramp en de slangen wiene sa machtich dat hja se net fordylgje koene. Deis koene se der har noch hwàt foar hoedzje, mar nachts glûpten se ûnder it tintkleed troch en ear't men it wist wie men biten. Ien lyts fjurrich plakje oan 'e foet of de hân en hja stoaren ûnder freeslike pinen. Sterke mânlju wiene sa mar wei en lytse bern, dy't de iene ûre noch fleurich boarten, stoaren yn 'e earmen fan 'e mem. Doe kamen se ta bisinning en gyngen nei Mozes en fregen oft er foar har bidde woe. En ek nou wer hearde de Heare nei it bidden fan syn feint en hy lei Mozes op om in koperen slang to meitsjen en dy heech op in stang to setten. Elk dy't biten wie, mocht komme en as er seach nei de slang, soe er fuortdaliks better wurde.

En doe kamen se, in lange rige bitene minsken, om genêzing to finen by dat koperen byld. Der wiene guon dy't noch mar krekt biten wiene en dy rounen hastich en bliid; der wienen oaren dy't gjin stap mear forsette koene en dy't se drage moasten; der wiene mânlju en froulju, feinten en fammen en âlden dy't kamen mei sike bern. Mar der wie net ien, dy't opseach nei de koperen slang, dy't net better waerd en bliid nei syn tint ta teach.

Nou skammen se har oer har dryste wurden en hja tanken God dy't ûtrêdding joech. Hwant it heil kaem net fan dat deade koper, dat bigriepen se wol, en net fan Mozes, mar fan 'e Heare allinne.

Ieuwen en ieuwen letter soe op in heuvel yn it biloofde lân Gods eigen soan forhege wurde oan it krús, lyk as Mozes doe dy deis de slang forhege oan in stang en dan soe it krús fan Kristus yn alle lânnen it teken wurde fan Gods genede oer sûndige minsken. Mar ek dan soe it heil net komme fan in gouden of in sulveren krús en net fan minsken, mar allinne fan de Heare, deselde God dy't doe yn 'e wyldernis it folk fan Israël holp út ellinde en dea.

Mar Israëls bern, doe't hja om Edom hinne bûgden en moedich de stap setten nei it Noarden wisten fan dat alles noch neat. Sels Mozes net, de midsman tusken syn folk en God...

Bileam

TUSKEN DE DEADE SË EN IT LÂN fan 'e Amoniten wennen doe de Moabiten, in lyts en krigel folk, dat noch fan Lot ôfstamme. Net lang to foaren hie de Amoarite-kening, Sihon, tsjin Moab fochten en in stik fan it lân biset, mar dêrnei wie er mei Israël yn 'e striid rekke en hie Jozua alles yn bisit nommen dat fan Sihon wie. Dat hy hie lean nei wurken krigen, dy greatske Amoaryt en Balak, de

kening fan Moab, gunde it him fan herten, mar it wie tagelyk in teken, dat dat folk út 'e wyldernis sterker wie as Moab. En doe't Israëls bern nei de striid tsjin Sihon, it tintekamp opsetten, flak by syn noardergrins, doe sloech Balak de skrik om it hert; hy tocht net oars, as Jozua soe nou mei de manne-macht op Moab oanfalle. Dat barde lykwols net: ynpleats rekke Israël yn oarloch mei Och, de kening fan Basan en Jozua teach mei syn mannen fier it Noarden yn. Balak hope mar, dat er noait weromkaem, mar it lei him by dat ek Och de slach forlieze soe. Mar yn elk gefal wie it nou noch sa fier net en yn dy tuskentiid soe Balak al syn bêst dwaen om dat folk fan Jakob ôfbrek to dwaen.

Dat koe er net mei de wapens, safolle hie nou wol bliken dien, mar der wiene oare wegen! Dat gjinien dat folk yn 'e oarloch oer koe, dat kaem fansels om't de Heare, har god, har seinge, mar it moast dochs mûglik wêze om de seine fan dy god to stuitsjen en om to setten yn in flok. Soks koene gewoane minsken fansels net dwaen, dat koe in kening net ienris; dêr moast in profeet foar komme, dy't mei syn spreuken de goaden twinge koe. Balak leaude fêst dat soks koe en hy wist ek wol ien, dy't machtigernôch wie om it to dwaen: Bileam, de soan fan Béor, dy't yn 'e stêd Pethor wenne. It wie spitich dat dy profeet sa fier ôf wenne - seis hûndert kilometers is net by de doar! - en it soe gâns kostje moatte, mar tichterby wie gjin better to finen, en syn riedshearen tochten ek dat it altyd wêze moast. Dat doe't Balak alles noch ris goed yn him omgean litten hie, stjûrde er boaden nei it lân fan 'e Eufraet om Bileam op to heljen, in hiele karavaen mei slaven en kamielen. Dan koe er fuort mar sjen, dy machtige profeet, dat Balak net de earste de bêste wie en dat er in bêst lean bitelje woe.

As er nou daliks mar meikaem! Mar dat soe wol, hwant Balak leaude fêst dat sokke profeten foar jild to keap wiene en om it jild hoegde it mei him net oer to gean! Fan alles mochten syn boaden him bilove, as er mar komme woe en flok dat folk fan Israël. Dat Israël alhiel net fan doel wie om Moab oan to fallen - God hie it Mozes strang forbean, om't it noch út 'e famylje wie! - né, dat wist de snoade kening net.

Nei in lange reis kamen de keningsboaden to Pethor, by it hûs fan Bileam. Hja fortelden him fan dat folk, dat sa nuodlik ticht by de grins fan Moab lei en fan dy frjemde god, dy't wenne yn it fjûr en dy't syn folk út Egypte laet hie en har seinge yn 'e wyldernis mei brea út 'e himel en mei wetter út 'e rots. Hja forhellen hoe't Jozua Sihon forslein hie en hoe't er nou yn 'e striid wie mei Basan, en dat hja dat lân wol yn bisit nimme soene. En dan soene se mei alle man en macht oer it lytse Moab hinne falle en dy mannichte soe alles yn Moab opsline, sa't in okse it gêrs fan it lân opsynt. Mar as hy, Bileam, nou komme woe en flok dat folk, dan soe de seine fan dy god foroare wurde yn in flok en miskien dat Moab dan de stoarmrin keare koe. It wie in lange reis, dat wie sa, mar kening Balak soe him leanje mei de royale hân en hy koe goud en sulver freegje. De kening hie der alles foar oer, hwant, seine se mei in djippe bûging: ‘hwa't jo seingje, dy sil seinge wêze, en hwa't jo forflokke, dy sil forflokt wêze!’ Dat as Bileam kunde hie oan dy god fan Israël - de Heare, wie syn namme - en as er spreuken dichtsje koe, om dy God to twingen - en dat wie syn fak op it lêst! - dan moast er altyd meigean.

De boaden hiene har plicht dien en wachten nou ôf hwat Bileam sizze soe. Sa folle forstân as hja fan profeten hiene, soe er net daliks útslútsel jaen; earst soe er de goaden rieplachtsje en dat koe allinne yn 'e dream by nacht. It kaem út sa't hja tocht hiene: de greate profeet riisde oerein en koel en út 'e hichte sei er: ‘Fansels ken ik dy god

wol, dêr't jim it oer hawn hawwe en fannacht, yn 'e dream, sil de Heare my iepenbierje oft ik mei gean mei of net!’

Hy glimke, Bileam, doe't er allinne wie yn it donker. It wie net wier, dat er kunde hie oan 'e Heare, mar it koe noait kwea dat dy Moabiten mienden dat er alle goaden koe! En moarnier koe er altyd sizze dat er in iepenbiering hawn hie en dat er wol mei mocht! It wie in lange, moedsume reis, mar it lean soe de muoite wurdich wêze. En troch alle lannen yn it Westen soe de rop fan syn macht en wysheit gean. En wylst er dêr op syn sliepmatte lei, seach er himsels al stean op 'e bergen fan Moab, njonken him in rikjend alter en foar him, yn 'e flakte, dat kamp fan donkere tinten.

Dan soe er de hannen opheevje en syn lûd útsette en oer dat folk, dat nearne gjin euvelmoed yn hie, soe er syn flokspreuken sizze. Miskien holpen syn wurden net ienris, mar yn elk gefal soene de Moabiten der fûlder om fjochtsje en Jozua syn mannen, as hja it hearden, soe de moed ûntsinke. Sa soe it gean... En dan it keningslean... Sulver en goud...

Hy sliepte. Mar yn 'e dream kaem God him foar en strang sei Er tsjin Bileam: ‘Dû silst net mei dy mannen gean nei it lân fan Moab; dû silst dat folk net flokke, hwant it is seinge.’ It spiet Bileam wol, dat er nou net mei mocht. De fiere reis soe neat fan komme en de skatten fan Balak soe er net fortsjinje! It moast wol in machtich god wêze, dat er syn forhoalen gedachten wist en yn it foar him al forbea; hy doarst der ek net tsjin yngean. Dy reis moast er him ôfsette, foargoed. Mar it wie ek in hege eare, dat de goaden sa mar ta him kamen en yn 'e nacht mei him sprieken; dat dy god him forbea om nei Moab ta, dat wie in klear biwiis, dat er bang wie foar syn spreuken! Dat soe er moarnier dy boaden fan Balak goed fiele litte! De oare moarns bitiid fortelde Bileam syn gasten, hwat der bard wie. ‘It muoit my, mar gean werom nei jim lân, hwant de Heare wol net lije, dat ik mei jimme reizgje.’ It spiet him dochs, doe't er har fuortriden seach, de poarte fan Pethor út, oer it wide, flakke lân. Hy hie wol graech meiwollen, mar hy koe it net tsjin in god yn 'e kant sette, allinne om in kening to geriven. En dy boaden soene wol forhelje hwat hy sein hie: dat er yn 'e nacht mei de goaden forkearde. Hy hie der net by sein, dat allinne dy god mar sprutsen hie en dat hy, Bileam, gjin wurd sizze doarst. En likemin hie er har sein, dat dy god him net mei syn namme bikend makke hie; krekt as woe er Bileam goed fiele litte dat er him frjemd wie... It alderneiste hoegde dy kening net to witten.

Mar Balak, doe't er it forslach krige fan 'e mislearre reis, wie hielendal net ûnder de yndruk. Dus dat hiene se har wysmeitsje litten, dy wize boaden, dat dy god fan Israël it him forbean hie? Ynpleats dat hja noch ris goed mei him praet hiene en him noch mear skatten ta-sein, wiene se mar gau wer ôfreizge. Fansels hiene de goaden it him net forbean! As er wier sa'n machtich profeet wie, dan hiene de goaden him neat to forbieden! As dy profeet dy god net oer koe, hwat joech it dan, dat er kaem om dat folk to flokken? Mar dat wie ek sa net; in bern hie it bigripe kinnen: hy woe nochris bean wurde, dy greatske profeet, en dan kaem er wol en dan frege er fansels dúbeld lean. Goed, dan soe er jitris de boade dwaen, mar der soene oare mannen hinne, heger noch en fornamer as hja en dy't der mear forstân fan hiene om mei sok profetefolk om to gean. Komme soe er, dy Bileam! En it soe fuortendaliks oangean, ear't Jozua de stêdden fan Basan fornield hie en op Moab lostriek.

Dat in pear wike letter teach der wer in karavaen út Moab de poarte fan Pethor yn en bleau stean by it hûs fan Bileam. De profeet seach it daliks dat dizze boaden noch heger wiene as de earsten en doe't er har yn 'e keamer rôp, bûgden se noch djipper en praetten noch helte freonliker. ‘Sa seit Balak, de kening fan Moab, it hoecht net om it jild oer to gean, dat jo komme en flok dat folk, hwant ik bin in kening en ik sil jo tige heech forearje en alles dat jo tsjin my sizze, sil ik jo jaen!’ En mei gâns wurden forhellen se fan Balak syn rykdom en dat er der alles foar oer hie om sa'n great profeet yn syn tsjinst to hawwen.

Bileam riisde oerein. Sa't er dêr stie yn syn wite profete-mantel, sa rjocht en sa steatlik, like er sels wol in kening. ‘As kening Balak mient, dat ik to keap bin foar

jild, dan is er mis! Al tôge er my it hûs fol goud en sulver, dan koe ik noch it gebot fan de Heare, myn god net oertrêdzje! Mar ik wol dizze nacht noch oer jimme fragen sliepe en moarnier sil ik sizze hoe en hwat.’ Doe gyng er, greatsk en swijend, syn sliepkeamer yn.

Hy lei lang wekker, dy joun. As it heal koe, woe er al nei Moab. Miskien soe dy god it him nou net wer forbiede en as er ienris to plak wie, ticht by it legerkamp fan Israël, dan soe er him rike offers bringe: bollen en rammen, de fetste fan 'e keppel! Balak moast dochs de offers bitelje en dy hie genôch. Alles dat er bigearde, soe de kening dwaen - dat wie hwat oars as de minsken dy't oars by him kamen en ivich tingje woene! En as dy god dan op

'e fette offers ôfkaem - en alle goaden wiene gleon op 'e rook fan it offer! - miskien liet er him dan doch noch wol in pear flok-spreuken sizze. Hy wie wol faker lilk op dat folk fan sines, sa folle hie er wol fan dy Moabiten heard.

Doe't er, let yn 'e nacht al, yn 'e sliep foel, krige er op 'e nij in godswurd. ‘Byhwannear't dy mannen kommen binne om dy to roppen, meitsje dan tarissing en gean mei harren; mar hwat Ik ta dy sprekke sil, dat allinne silstû dwaen.’ Dus, nou mocht er dochs noch mei! Sels dy hege god skynde bang to wêzen foar de macht fan syn wurd! Hy mocht oars net sizze, as ‘hwat dy god him oplei... Fansels net; mar as er mar ien kear yn Moab wie. Hy soe wol in spreuk fine, dy't net al to deadlik wie foar dat folk en dy't tagelyk Balak foldwaen koe. De reis wie lang; hy hie noch tiid genôch om him to birieden...

De oare moarns bitiid, de sinne wie noch mar krekt oan 'e loft, gyng de karavaen op reis: de boaden fan Balak en de soan fan Béor, de tsjinners fan 'e kening en de tsjinner fan 'e goaden.

En út syn hege himel wei seach de Heare del op dy greatske profeet, dy't miende dat er mei syn wurd de God fan Israël oer koe. Hy wist fan Bileam syn snoade plannen en hy lies yn dat heechmoedich hert as in iepen boek. Né, it wie net sa't Bileam tocht hie: de Heare wie net bang fan him. Hwat soene dy machteleaze spreuken tsjin syn almachtige krêft? En dochs woe Er net lije dat Bileam syn folk flokte: gjin wurden fan in profeet mochten Jozua de moed binimme, gjin spreuken-fan-Bileam mochten Moab sa dryst meitsje, dat it Israël oanfoel. Hy woe flokke, dy spreuke-dichter? Ynpleats soe er seingje! Hy woe it folk fan God machteleas meitsje? Ynpleats soe er sa sprekke, dat de skrik des Heare oer alle heidenen foel! Hy wie greatsk, dy profeet? Hy soe slimmer fornedere wurde as oait in minske oerkommen wie...

Oer de griene heuvels fan it East-Jordaenlân ried Bileam, de soan fan Béor. De keningsboaden wiene foarútgien om Balak it goede nijs to bringen en de beide tsjinners rieden in hiel ein achter him, lyk as it slaven foeget. Hy wie djip yn gedachten, de greate profeet en op 'e lange, rjochte wei foun de ezelinne it paed wol. Doe kaem de Heare del en gyng midden op it paed stean; yn syn hân hie er in skerp en blinkend swurd en de punt fan it wapen wiisde rjocht nei Bileam's hert. De profeet seach neat...

Mar as de wize profeet dan it deadlik gefaer net seach, de ezel wie der ek noch. Dy seach dat flikkerjend stiel en bang gyng er fan 'e wei ôf, skean it fjild oer. Dat fornaem Bileam dochs en wyld skuorde er it bist yn 'e bek. Hwat wiene dat nou foar kuren, tocht er; der wie yn gjin fjilden noch wegen in minske to sjen, dat hwat die dat dier sa bang to wêzen? Hy sloech him en doe, sa mar ynienen, gyng de ezel wer nei de wei en roun rêstich fierder...

In ein fierderop roun it paed tusken twa heuvels troch, mei in muorre oan beide kanten. En wer gyng de Heare stean op it paed en ek dizze kear wie it de ezel, dy't him seach. Wer lei er de earen plat op 'e kop en, deun by de muorre lâns, roun er fierder, dat deadlik swurd foarby. Dat er Bileam syn foet tusken de muorre en syn side knypte, koe it trouwe dier net witte. En foar de twadde kear sloech Bileam syn ezel. Koe er dan noait syn gedachten by syn wurk hâlde, op dizze frjemde reis?... En foar de tredde kear stelde de Heare him op tusken de muorren. Op dat plak wie it paed noch smelder, sa smel dat de muorren hast oaninoar ta kamen en dat der gjin

ûntwyk wie, nei rjochts noch nei lofts. Mei in skok bleau de ezel stean. ‘Fuort’, raesde Bileam. Hwat miende dat bist wol? Soe in man dy't mei de goaden omgyng, him de gek oanstekke litte fan in ezel? En doe fielde er dat de ezel de poaten bûgde en midden op it paed lizzen gyng. Lilk taestte er nei de driuwersstôk en út alle macht sloech er op it bange bist los. Dat de Heare sa ticht by him stie, dêr hie de wize profeet gjin each foar.

En doe iepene de Heare de mûle fan 'e ezel en klear en dúdlik hearde Bileam him sizzen: ‘Hwat haw ik jo dien, dat jo my nou trijeris slein hawwe?’ Sels by dit godlik wûnder bigriep Bileam net dat de Heare mei him dwaende wie. ‘Omdatstû nou trijeris de spot mei my dreaun hast. En as ik in swurd by de hân hie, ik soe dy nou noch deadzje!’

De ezel naem jitris it wurd. ‘Bin ik jins ezelinne net, dêr't jo fan jong ôf op riden

hawwe, oan't hjoed de dei ta? Haw ik oait wend west jo sa to dwaen?'

'Né', sei Bileam. En tagelyk seach er, flak foar de bange ezel, de Heare stean, noch altyd mei dat blinkend swurd yn 'e hân. Hy bistoar it suver, sa kjel waerd er. Niist wie der net ien to sjen, safier't syn eagen gyngen en nou... En dêrmei bigriep er alles. Trijeris hie dy frjemde god tsjin him op 'e wei stien, trijeris hie de punt fan dat swurd wiisd nei syn hert, trijeris hie de trouwe ezel syn libben rêdden. Doe bûgde er de holle en skamme him djip. Hy, de profeet fan Pethor, de man dy't yn 'e nacht mei de goaden spriek, hij seach de god net, dy't foar him stie op 'e wei; in ezel hie mear each foar de goaden as hy...

En foar him spriek de Heare, strang en lûd: 'Hwerom hast dû de ezel slein dy't dy trijeris it libben rêdden hat? Sjoch Ik bin útgien as dyn tsjinstanner, hwant de wei dystû gyngst wie rjochte tsjin My. En as de ezel net fan siden gien wie foar myn antlit, wiswier Ik soe dy deade hawwe en him hie Ik yn it libben hâlden.'

Djip bûgde Bileam de greatske holle. 'Ik haw forkeard dien', sei er, 'mar ik wist net dat Jo tsjin my yn 'e wei stiene. En nou, as Jo it gebiede, gean ik daliks werom.' Mar de Heare spriek: 'Dû silst net weromgean, mar gean mei dy mannen en it wurd dat Ik dy sizze sil, dat silstû sprekke en dat allinne!'

En wer ried Bileam, de soan fan Béor, it Suden yn, de wei lâns tusken de wynbergen, de kant nei Moab op. Noch noait hie er sa biskamme west, as op dizze reis nei de kening ta. Dat God in ezel brûke woe om him, de wize man fan Pethor, to learen, dat kaem oan it gefoel! En iderkear, wylst er oan de wurden des Heare tocht, kaem him dat driigjend swurd yn it sin, dat wiisde nei syn boarst. Ien ding wist er nou: dat er net mear hoegde to tinken oan syn spreuken en tsjoenderijen: gjin wurd soe oer syn lippen komme, dat de Heare him net foarsein hie. It moast Balak mar goed wêze en as er der al lilk om waerd - it koe nou net mear oars. Hy woe wol, dat er doe fuort mar wegere hie, mar it wie nou to let. Yn elk gefal, hy wie gjin slaef fan Balak, mar profeet fan in frjemd en machtich god...

Doe't Balak hearde dat de profeet út Pethor ûnderweis wei, gyng er him tomjitte oan 'e grins fan syn lân ta. Hy die it net om Bileam to earjen, mar allinne om't der haest by wie; der wie al genôch skoandere tiid fordien mei dat reizgjen hinne en wer. En doe't hja elkoar moeten, net fier fan it kamp fan Israël en elkoar groete hiene, koe er it net litte to sizzen: 'Tochten jo miskien dat Balak, de kening fan Moab, gjin skatten genôch hie om jo to earjen? Hwerom binne jo dan de earste kear net kommen, doe't ik frege?'

Bileam bleau him it antwurd net skuldich. 'Sjoch, ik bin ta jo kommen, mar it is de fraech noch of ik hwat sizze kin. It wurd dat God my yn 'e mûle lizze sil, dat allinne sil ik sprekke.' Hy moast net miene, dy greatske kening, dat er him alles sa mar sizze liet! Hy, Bileam, hie dy god op 'e wei stean sjoen mei syn blinkend swurd en it hie neat skeeld of hy wie der it libben by kwyt rekke; dan koe men net mear harkje nei praetsjes fan in kening.

Sa net, Balak hie ek neat mear to sizzen: hy moast dy profeet nou ienris brûke en hy doarst him net lilk to meitsjen. Hy naem Bileam mei nei Kirjath-Huzoth, noch tichter by Israël en dêr waerd in great offerfeest hâlden om de goaden gunstich to stimmen; gjin kij en skiep waerden der sparre en in lange rige foarsten en âldsten sieten mei de kening en de profeet oan it offer-miel. De oare moarns bitiid gyngen se nei de Baälshichte, in hillige heuvel flak by de grins en in tige gaedlik plak: men

koe yn 'e fjirte it hiele tintekamp lizzen sjen fan it bigjin oan't de úterste ein. Hjir koe dy profeet syn forflokkingen mar útslingerje oer dat haetlik folk fan Israël; hjir soene se har treffe, noch foar't hja der sels erch yn hiene.

Fansels koe it nou ek net sûnder offer gean; Bileam moast mar sizze hoefolle en hwat soarte: sok ding wit in profeet nou ienris better as in kening. Bileam joech bifel om sawn alters to bouwen en liet foar elk alter in interbolle slachtsje en in fette raem; doe't alle offers rikken, hiet er de kening om de wacht der by to hâlden en sels gyng er in ein fuort om troch allerhanne tsjoenderskunsten in iepenbiering fan 'e goaden to krijen.

Lang wachte Balak by de sawn alters. Hy hope mar, dat Bileam nou komme soe en

slingerje syn spreuken oer dat legerkamp dêr yn 'e fierte. Sawn alters en fjirtjin offers, hy die it net foar in bytsje, dy Arameër. Mar as it holp, dan koe er alles krije, hwat syn hert bigearde! En dêrmei seach er him oankommen: syn earmen swaeiden wyld en syn eagen flammen. It wie al in great profeet, dat er nou fuort al wer in godswurd hie. Stil stie Balak to harkjen; dy spreuken dy't er nou sei, dêr hong de takomst fan Moab oan! Der ûntkaem him gjin wurd.

> ‘Út Aram hat Balak my roppen, De kening fan Moab út 'e Eeasterbergen:
> - Kom, forflok my Jakob, kom, forwinskje Israël.
> Mar hoe sil ik flokke dy't God net flokt? Hoe sil ik forwinskje dy't God net forwinsket?
> Hwa sil it stof fan Jakob telle en hwa rekkent Israëls myriaden út?...’

En noch mear sei Bileam, mar it wie allegearre seine en as Balak it oandoarst hie, dan hie er him mei gewelt it swijen oplein. Hoe koe dy man nou sokke dingen sizze? Hie er him dêrfoar helje letten, mei safolle drokte en kosten út in frjemd, fier lân? Lilk gyng er op Bileam ta en fol grime spriek er: ‘Hwat hawwe jo my dien? Ik haw jo nommen om myn fijannen to flokken, mar jo hawwe se ynpleats seinge, seinge sikerwier!’

Bileam seach him lyk oan; hy wie net bang foar dy forgrime kening. Hy hie him roppen om't er in godswurd ha woe en in godswurd hie er hawn. As it him net nei it sin wie, dan sei er it mar en dan gyng er wer fuort. ‘Hwat de Heare sein hat’, sei er, ‘soe ik my dêr net oan hâlde en dat allinne sprekke?’

Balak doarst der net mear tsjin yn to lizzen. Miskien koe dy profeet it net helpe en hie de iene of oare god him wier dy spreuken yn 'e mûle lein. Of wie dizze hichte dochs it goede plak net en wie him de macht fan dat folk en it tal fan syn tinten nei de holle slein? Hy soe it noch in kear bisykje; miskien dat it dan better woe. Doe brocht er Bileam nei it Sjenners-fjild, earne op de berch Pisga, in plak dat tige gaedlik foar profetearjen wie en dêr't er mar in bytsje sjen koe fan it tintekamp. En wer waerden sawn bollen en sawn rammen slachte en wer wachte de kening op Bileam by de rikjende alters. Hy hie wol hoop, dat it nou better gean soe, nou't er net mear dat machtich folk sa foar eagen hie.

Mar ek dizze twadde kear foun de spreukedichter oars net as wurden fan seine foar dat haetlik folk. Balak koe it hast net oanhearre, sa freeslik foun er it.

> ‘God is gjin man, dat Er leagenje soe en gjin minskebem, dat it him rouwe soe.
> Soe Er it sizze en it dan net dwaen, soe Er sprekke en der net foar stean?
> Sjoch, ik krige opdracht om to seingjen, dat seingje sil ik en ik nim it net werom!
> Men sjocht gjin ûnheil yn Jakob, men fornimt net fan rampen yn Israêl.
> De Heare, syn God, is mei him en de jubel fan in kening is oer him . ..’

En sa gyng it mar troch, in stream fan seine en Balak bisaude him. As er dan net flokke koe, hwat syn wurk wie, dy profeet, hwerom hâldde er him dan to-minsten net stil? Hy woe wol dat er him mar noait roppen hie, mar nou't er hjir ienris wie, woe er it doch noch in kear bisykje. Profeten en sok folk, dêr krige men dôch noait hichte fan! En foar de tredde kear waerden sawn alters boud en fjirtjin bisten slachte. Mar dizze kear gyng de profeet net mear it fjild yn; dizze kear bisocht er net wer om mei syn tsjoenderijen God to twingen: de Heare moast it mar sizze, as it net oars koe,

dan woe er dat folk wer seingje. Hy bleau by de alters stean en wer seach er út oer de steppe, nei de donkere tinten op it griene lân. Doe fielde er, dat de geast oer him kaem, dat er nou sprekke moast, dat er nou, ien koart skoft, profeet des Heare wie! Hy forgeat alles om him hinne, de rikjende alters, de wachtsjende kening, de foarsten fan Moab dy't him de wurden út 'e mûle heinden en hy spriek, sa't er noch noait yn syn libben sprutsen hie.

> ‘...Hwat binne dyn tinten sierlik, o Jakob, dyn wenten, o Israël.
> As dellingen wreidzje hja har út.
> as hôven oan in rivier,
> as aloëbeammen dy't de Heare plante hat,
> as seders oan it wetter.
> Wetter floeit út syn amers
> en syn sied wennet oan wide wetters.
> En heger as Agach is syn kening
> en forhege wurdt syn keninkryk
> Hwa't dy, o Israël, seinget, sil seinge wêze, en hwa't dy forflokt sil forflokt wêze.’

Doe't Bileam oan 'e ein wie, lôge de grime fan 'e kening op 'e nij wer op, wyld en forheftich. ‘Ik haw dy roppen om myn fijannen to flokken, mar dû hast se aloan seinge. Ik hie fan doel west om dy skatten to jaen fan jild en eare, mar de Heare sels hat it dy ûntkeard. En nou, jow dy ôf en gean út myn lân...’

Mar de profeet fan Pethor liet him sa net fuortstjûre. Jitris sei er, dat er it foarút sein hie dat er allinne des Heare wurden sprekke koe en dat it net earlik wie dat Balak him de skuld joech. En ear't er gyng, nou't de geast noch op him wie, soe Balak earst noch hearre hwat der letter barre soe mei dit folk, dat er hate en mei syn eigen lân. En ek dizze kear doarst Balak him net it swijen op to lizzen. It wie oft er harkje moast, nei elk wurd dat dizze profeet to sizzen hie:

> ‘Ik sil him sjen, mar nou noch net; ik sil him oanskôgje, mar net fan tichteby. In stjer komt tofoaren út Jakob, in skepter komt op út Israël; dy slacht Moab de sliepen yn en topletteret de plasse fan alle oproerige bern...’

Doe't er alles sein hie, it oardiel oer Moab en oer Edom en oer noch mear folken, gyng er syn wegen. Balak seach him nei, de hate yn syn hert en dochs bang foar him. Dus ien kear soe der in great kening yn Israël opstean en dy soe Moab de ûndergong dwaen! En om soks to hearren hie er twaris de boade dien nei in fier lân! Ynpleats dat Israëls macht brutsen wie en de seine fan dy god foroare yn in flok, soe it nijs fan Bileams profesij troch alle lannen fleane en alle folken yn it Westen soe de moed ûntsinke. O, as er mar hwat wist om dat folk út 'e woastine to forslaen! Mar dy profeet wie fuort en hwa soe him nou helpe?

Hy mocht wolle dat er daliks fuort gien wie, Bileam de soan fan Béor, nei syn stêd en syn folk. Mar hy koe der net ta komme: dy skatten fan goud en sulver dy't er nou misroun wie en dy't er sa graech ha woe, wie er noch net los fan. Dat hy bleau noch in skoft by de grinzen fan Moab en krige kunde oan in stam Midianiten, dy't Moab holpen. Sa kaem er doch wer by Balak. Fansels doarst er it net oan om Israël dochs to flokken, mar hy joech de kening in plan oan 'e hân om har yn it ûngelok to stoarten. Mei de wapens wie der neat tsjin har to bigjinnen, mar as hja har forlokje koene om de goaden fan Moab to tsjinjen, soe dan de grime fan dy greate God net oplôgje en soe er har dan net sels fordwaen? As hja nou ris freonskip sleaten mei Jozua en syn leger en hja makken in great offerfeest ta eare fan 'e oerwinning op Sihon en Och - dan soe dat folk de Baäls tsjinje en de flok fan har god oer har helje.

It slimme plan fan Bileam like de kening goed ta en it soe ek alhiel slagge wêze, as de Heare it net forhoede hie. It jongfolk fan Israël, net wend oan de wylde feesten mei offerfleis en offerwyn, waerd alhiel oerstjûr; hja offeren de goaden en joegen har oer oan allerhanne ûnsedichheit. In swiere pleach briek tsjin har los, mar hwat Balak sa graech woe, dat it hiele folk ûndergyng, né, dat barde net. It wie oars wol slim en doe't de pleach op it heechst wie en de minsken jammeren om genede, wie der noch in hege Israëlyt, ien út de stam fan Simeon, dy't in Midianityske frou meinaem en har as syn frou yn 'e tint brocht. In bernsbern fan Aäron, Pinehas, seach it en yn hillige grime deade er se beide, de heidenske frou en de Simeonyt Doe makke de Heare in ein oan 'e pleach omdat Pinehas sa foar syn eare opkommen wie en Mozes mocht him oansizze dat tonei it preesterskip fan Aäron bliuwe soe yn syn

famylje. Hy joech ek opdracht om de Midianiten, dy't syn folk omtrint de ûndergong dien hiene, oan to fallen en to fordylgjen. By de fûle striid, dy't doe folge, krigen se ek Bileam, de soan fan Béor yn hannen en deaden him. Hja wisten fansels wol dat er goede dingen oer Israël sein hie en dat er, ien dei yn syn libben alteast, profeet des Heare west hie, mar hja wisten ek hwat rie er oan kening Balak jown hie en dat troch syn skuld dy swiere pleach oer Gods folk kommen wie. Dat hy hie de dea fortsjinne en dizze kear koe sels de trouwe ezel him net mear rêdde fan it wreekjend swurd. Fier fan syn folk en lân stoar er in wrede dea en it wie syn eigen skuld. Hy hie mei de Heare sprutsen op 'e wei, Gods geast hie oer him west doe't er profetearre op 'e bergen en as er syn greatske

hert oan 'e Heare oerjown hie, dan soe dy him wis seinge hawwe. Mar nou hie er it goud en sulver fan Balak leaver hawn as de genede des Heare en derom foun er de dea.

Mar syn reis hie lykwols net om 'e nocht west, hwant der is neat om 'e nocht dat de Heare docht. En alles dat er sein hie, syn spreuken oer Israël en de folken, en syn frjemde reis, doe't de ezel spriek en God sels it swurd tsjin him útloek, it waerd bikend en oer alle heidenen yn Kanaän foel in deadlike skrik en Jozua en syn mannen krigen nije moed.

De dea fan Mozes

DOE'T DE STRIID MEI OCH, DE kening fan Basan, oer wie en syn lân biset, kamen de âldsten fan Ruben en Gad en heal Manasse, by Mozes en fregen oft hja har nei wenjen sette mochten yn it gebiet fan Sihon en Och. Hja hiene fan âlder op alder féhoeders west en it lân oan dizze kant de Jordaen wie tige gaedlik foar greate keppels lytsfé, dat hja woene hjir graech bliuwe; as hja mei de oare stammen oer de rivier teagen, nei it biloofde lân, dan soene se miskien gâns fé oan 'e kant dwaen moatte en har útlizze op 'e lânbou. Mozes koe der ynkomme dat hja graech yn dit lân bliuwe woene, en hy gunde it har ek wol, mar hy wie bang dat der dan noch mear stammen komme soene en dat der dan by einbislút gjin mannen genôch wêze soene om Kanaän to foroverjen. It soe nammers ek net earlik wêze dat de oare stammen in lange en swiere oarloch fiere moasten, wylst dizze beide stammen rêstich de keppels weiden yn in streek dy't net by Kanaän hearde.

De mannen fan Gad en Ruben seagen sels wol yn, dat hja to folle frege hiene. Hastich leine se út, dat hja allegearre mei oer de Jordaen woene, om har bruorren yn 'e striid to helpen, as hja dan letter mar wer weromgean mochten nei it gebiet dêr't har fé en har froulju en bern bleaun wiene. Nei't hja dat mei in djûre eed bisward hiene, joech Mozes har frij om it lân to partsjen en kampen to bouwen foar har froulju en bern; dy soene der bliuwe sa lang oan't de mânlju fan de kriichstocht weromkamen en de fêste stêdden wer opbouden. It hie wis better west as Mozes earst de Heare frege hie en faeks hie it dan sa net mocht! Hwant by it lân dat Abraham en Izaäk en Jakob tasein wie, hearde dit steppe-lân net en it soe letter net ienris maklik wêze om fan dit iene diel fan Israël nei it oare to reizgjen, sa djip wie de delling fan 'e Jordaen en sa wyld wie soms de rivier. En it moast der letter wol hast fan komme dat de twa en in heale stam oan 'e Eastkant fan 'e rivier har fiele soe as in apart folk en dat soe de krêft fan it folk brekke. It like wol dat Mozes al dy biswieren net seach en doe't er it letter al yn kaem to sjen, doe wie alles al regele en koe it net mear oars. It wie ek de lêste saek, dêr't er oer bislute moast. Hwant om dyselde tiid kaem it wurd des Heare ta him: Klim op it berchtme Abarim, op 'e top fan 'e Nebo en sjoch it lân dat Ik Israëls bern jown haw. En hwannearst it sjoen hast, silstû ta dyn folken forgearre wurde, lyk as ek dyn broer Aäron stoarn is.' Mozes bûgde de holle; hy waerd net kjel, hwant hy wist dat it dochs in kear sa komme moast en hy wie net bang om to stjerren. Doe by Meariba, doe't God it fonnis sprutsen hie oer him en Aäron, doe hie er hertstochtlik bidden oft God it har forjaen woe en har dochs bringe yn dat langbigearde lân, mar nou hie er neat mear to freegjen; sa't God de Heare it sein hie, sa moast it mar komme. Hy soe de berch opgean, allinne en mei syn eagen soe er it lân sjen en dan soe er de wurge holle dellizze en stjerre, ticht by de himel en deun

by syn God. Hy wist net hoe't it wêze soe yn dat donkere lân fan 'e dea, hy wist noch neat fan 'e ljochte, blide himel en neat fan de Kristus, dy't ienris komme soe en bitelje foar al syn sûnden, mar hy wist ien ding al: dat er rêstich stjerre koe as God him rôp. Mar hy koe net, lyk as Aäron doe, sa mar nei boppen gean: hy moast earst noch fan alles regelje en ôfskie nimme fan it folk.

Hwant ek nou, nou't it skaed fan 'e dea al oer him lei, wie syn earste gedachte net oan himsels, mar oan it folk fan God. ‘Och Heare’, bea er, ‘lit de Heare, de God fan alle minsken, dochs in man biskikke oer dizze gemeente, in man dy't har oanfiere kin yn 'e kommene striid, in man dy't har

útlaet en dy't har werombringt; dat de gemeente des Heare net wêze mei as in keppel skiep, dy't gjin hoeder hawwe.' En ek dizze kear harke de Heare nei Mozes en wiisde Jozua oan om syn opfolger to wurden. Sels moast Mozes him foar it folk en foar de hegepreester stelle, sels moast er him de hannen oplizze en in diel fan syn geast oan him oerdrage en sels moast er him sizze hwat er dwaen moast. In profeet, sa great as Mozes, soe Jozua noait wurde; noait soe de Heare mei him sprekke, lyk as er dien hie mei Mozes, mar hwat er nedich hie om it folk yn Kanaän to bringen, dat soe God him jaen. En as it nedich wie dan soe Eleazar, de hegepreester, dy't de Urim en de Tummin droech, him elke kear wer bikend meitsje hwat de Heare woe.

En doe't ek dizze lêste kwesje regele wie, bleau der oars neat mear oer as it ôfskie fan syn folk, dat folk dat him sa faek fortriet dien hie en dat sa faek tsjin him opstien wie, mar dat er dochs sa hertstochtlik leaf hie en dêr't er alles foar oer hie. Hy rôp se gear, de âldsten en de lieders en foar de lêste kear stiene se om him hinne; mar ek it gewoane folk kaem opsetten en harke nei dy bikende, fortroude stim. Lang spriek Mozes, dagen oan ien; der wie ommers noch sa folle dat er har sizze moast, ear't er foar altyd by har wei gyng. Dit wie ek itselde folk net mear, dat er, fjirtich jier lyn, út it slavehûs fan Egypte laet hie en dat by de Sinaï de stim des Heare heard hie. Dat âlde laech wie fallen yn 'e wyldernis en har liken leine bigroeven yn it toarre sân; dy't nou om Mozes hinne stiene wiene har bern en bernsbern en it wie goed dat hja alles noch ris hearden, hwat der bard wie.

En hy forhelle fan de lange swiere reis by de Sé wei nei de Godsberch; fan it bittere wetter, fan de kwartels en it manna, fan it wetter út 'e rots, fan de dâns om it gouden keal. En fan 'e tolve bispieders fortelde er en fan 'e swiere straf dy't op har sûnde kaem en fan 'e greate opstân, doe mei Korach, Dathan en Abiram.

En dêrmei skildere er har mei wurden dat lân, dêr't hja nou hinne op reis wiene en dat hja nou mei gauwens yngean soene. Net om 'e nocht hie er dêr fjirtich jier nei útsjoen, hie er der fan dreamd, nachts yn 'e donkere tint: it wie suver as hie er der jierren wenne, sa moai koe er der fan fortelle. In goed lân wie it, in lân fan molke en hunich, fan figen en oliven, fan druven en granaetappels, mar allinne as hja de geboaden des Heare hâldden en him trou tsjinnen, soe it har dêr goed gean.

De folken dy't yn Kanaän wennen, tsjinnen de Baäls en ûnthilligen it lân mei har sûnden. Lang hie de Heare geduld mei har hawn, mar nou wie de mjitte fol: alle minsken dy't hja yn Kanaän founen leine ûnder de flok, lyk as destiids Sodom en Gomorra. Doe hie Hysels de straf útfierd, mar nou rôp Er syn folk om al dy heidenen út to roegjen: banne moasten se mânlju en froulju en bern, dat der gjinien yn it lân oerbleau. Net om't dy minsken har fijannen wiene, en net om't hja har lân sa graech ha woene en net út in fûle bigearte nei goud en guod, moasten se al dy folken útroegje, mar allinne omdat God it har oplei. En diene se dat gebot net, sparren se fan 'e Kanaäniten, út frees, of om't it sa maklik wol wie, dan soene dyselde Kanaaniten letter oer har hearskje en har oermânsk wêze. Mar dat net allinne, as hja net diene hwat de Heare har opdroech, dan soe Er har kastije, swierder as Er oait de Egyptners tuchtige hie...

En noch ien kear waerd Mozes, de Godsman, profeet en yn gloeijende wurden hâldde er har de seine foar en de flok - de seine as hja trou de Heare tsjinnen en syn geboaden

diene, de flok as hja har ôfjoegen mei de Baäls. It wie deastil doe't Mozes syn machtige spreuken sei.

‘En it sil barre, byhwannearstû op 'en trousten harkest nei de stim fan 'e Heare dyn God, dat Hy dy heech sette sil boppe al de folken fan 'e ierde. Seinge silstû wêze yn 'e stêd, en seinge silstû wêze yn it fjild; seinge sil wêze de frucht fan dyn lân en de frucht fan dyn beesten, al hwat dyn kij kealje en al hwat dyn skiep lamje. Seinge sil wêze dyn koer en dyn baktrôch; seinge silstû wêze by dyn yngong en seinge by dyn útgong. Troch ien wei sille dyn fijannen tsjin dy optsjen, mar troch sawn wegen sille hja foar dyn antlit flechtsje... Mar byhwannearstû net harkest nei de stim fan 'e Heare dyn God, dan sil it rjochtoarsom barre dat dizze flokken oer dy komme. Forflokt silstû wêze yn 'e stêd, en forflokt

silstû wêze yn it fjild. Forflokt sil wêze dyn koer en dyn baktrôch. Forflokt sil wêze de frucht fan dyn lân en de frucht fan dyn beesten, al hwat dyn kij kealje en al hwat dyn skiep lamje. Forflokt silstû wêze by dyn yngong en forflokt by dyn útgong. De himel dy't boppe dyn holle is sil koper wêze, en de ierde dy't ûnder dy is sil izer wêze, Troch ien wei silstû tsjin dyn fijannen optsjen, mar troch sawn wegen silstû flechtsje foar syn antlit; en dû silst in spotslach wurde al de keninkriken fan 'e ierde...' En it folk dat earnstich harke hie nei Mozes syn flamjende wurden, woe alles wol bilove. Fansels soene se de Heare tsjinje yn dat goede lân! Yn 'e woastine wie it wol ris forkeard gien, mar dêr wie it libben ek sa hurd en swier! Mar yn dat griene Kanaän, né, dêr soene se altyd gean yn des Heare wegen! Hwat spitich, dat Mozes nou net mei har yngean mocht. En dat dat nou mei troch har skuld wie, dat wie it slimste noch. O, as hja it nou noch goed meitsje koene... Alles soene se der foar oer ha, mar nou wie it to let, foar altyd to let...

Doe't alles sein wie, doe kaem de lêste swiere dei, de reis nei de Nebo, de berch fan 'e dea. Hja seagen him gean, in âld en iensum man en doe't hja seagen dat er net bang wie en dat er freonlik glimke yn syn lang, griis burd, doe waerd it har suver to machtich. Froulju skriemden en sterke keardels, deselden dy't mear as ien kear foar him stien hiene mei de fûsten omheech, dy koene it mar amper goedmeitsje. En noait better as dizze drôve dei, hiene se bigrepen hoe great dy man Mozes wie, en dat der noait, noait wer sa'n man komme soe. Jozua mocht dan in flink man wêze en in goed soldaet - hy koe net yn it skaed fan Mozes stean. En dat er nou noait werom komme soe fan dizze reis nei boppen, dat hja noait syn lûd wer hearre soene, dat er noait wer foar har bidde soe...

En wilens hie Mozes dêr op 'e hege berch de bliidste ûre fan in lang, swier libben. De Heare sels makke syn âlde eagen sterk en liet him it hiele lân sjen, fan Noard nei Súd en fan it Easten nei it Westen. Hy seach de heuvels fan it Suderlân en de donkere bosken fan 'e Libanen; hy seach de griene dellingen tusken de bergen en de flakte by de Westlike Sé; hy seach de blauwe marren fan 'e Jordaen en de wite húzen en it wie as dronken syn eagen de kleuren yn fan dit hearlik lân. Nou foun er it net slim mear, dat er noait yn dat lân komme soe; dat er it sjen mocht, dat syn âlde eagen der oer gean mochten, wie dat al gjin genede? En nou spiet it him net mear dat God him doe roppen hie om it folk op to fieren út Egypte. It hie net maklik west, al dy fjirtich swiere jierren, mei in folk dat noait om sizzen joech, mar nou wie de ein yn it sicht; foar har, mar ek foar him. Syn wurk wie ôfroun en hy koe alles oerjaen, sels dat er nou stjerre moast en dat in oar syn amt oemimme soe. Nou't de reis troch de wyldernis oer wie, hiene se mear forlet fan in strider as fan in profeet, dat it wie mar goed, dat Jozua nou yn syn plak kaem.

Hy hie der de tiid foar nommen om alles goed to bisjen, mar doe't er him einlings sêd sjoen hie, doe gyng er lizzen op 'e berch. Hy die de eagen ticht as ien dy't him deljowt om to sliepen. It wie nei fjirtich jier de earste kear dat er him gjin soargen hoegde to meitsjen oer syn folk...

Doe't er stoarn wie, bigroef de Heare God him, earne yn 'e bergen en noait hawwe de minsken letter it grêf fan Mozes foun. It folk roude en skriemde om de greate deade, wol tritich dagen lang.

Rachab

EN NOU WIE JOZUA DAN DE lieder fan it folk, nou siet Jozua op fêste dagen om rjocht to sprekken, nou moasten Israëls bern nei him harkje, ynpleats fan nei Mozes. It wie earst tige frjemd, mar it wende ek al gau wer. De Heare sels hie him seinge en him moed ynsprutsen en it hiele folk hie tasein, dat hja alles dwaen soene dat er har oplei. It alderearste dat Jozua die, wie, dat er bispieders stjûrde oer de Jordaen nei de stêd Jericho. Hy woe, ear't er de greate oanfal ynsette, graech witte hoe sterk de stêd wol wie, hoe heech de muorren, hoe great de poarten, dat er witte koe fan hokker kant hja oanfalle moasten. Mar bi-

nammen wie er binijd hoe't it der mei de minsken fan Jericho foar stie, oft hja moedich wiene en sin hiene oan 'e striid, of dat hja bang wiene en de moed al opjoegen. Dat de beide bispieders - jonge, dryste kearels, dy't nearne net omjoegen - moasten goed om har hinne sjen en foaral ek harkje nei hwat de minsken seine, mar tagelyk moasten se tige foarsichtic,h wêze, hwant as it doel fan har reis bikend waerd, dan waerden se fansels deade.

Hja diene har foar as in pear reizgjende keaplju en bidaerd gyngen se, troch de donkere poarte, de stêd yn. It hert sloech har dochs wol hwat rêdder, doe't se troch de smelle strjitten rounen, mar fan bûten fornaem gjin ien hwat oan har. In greate stêd wie Jericho net, mar de âlde, grize muorre wie tige heech en sa breed, dat der huzen op boud wiene. Yn ien fan dy huzen op 'e stêdsmuorre, in soarte fan herberch, sochten se plak foar de nacht. Faeks wiene der mear gasten en koene se sadwaende hwat gewaer wurde fan oare stêdden en yn elk gefal kaem it fan pas dat der finsters wiene oan 'e efterkant, finsters dy't útseagen oer it frije f jild. As men jin sakje liet út sa'n finster, dan wie men bûten de stêd. En yn it lân fan 'e fijân wist men noait hoe't it gean koe.

It hûs dêr't hja yngyngen lei net op in bêste namme en de jonge frou, dy't der wenne, Rachab, stie net bêst bikend yn Jericho. Sels hie se gjin man, mar der kaem alderhanne frjemd folk by har en hja koe har skoan mei de mânlju rêdde. Dat fatsoenlike reizgers, dy't in nacht yn 'e stêd wêze moasten, mijden it hûs op 'e muorre en sochten in oar hinnekommen.

Mar dizze joun, nou't dy beide mannen by har wiene, hie Rachab gjin kwea yn it sin. Hja hie al gau foar it forstân dat hja út it kamp fan Israël kamen en doe bigriep se ek hwat it doel fan 'e reis wie. Fijannen wiene it, dy twa kalme praters, en hja kamen om har stêd to bispieden. Neffens rjocht en wet moast Rachab nou de kening birjocht dwaen, dat dy twa mânlju oppakt en deade wurde koene, mar dat die se net. Rachab wie de lêste wiken oan it tinken rekke en hja wie sa fleurich net mear as earst. Hja krige oeral oanrin wei en de lêste tiid hie se gâns heard fan dat folk út 'e wyldernis, dat sa'n machtige god hie. Hja wist dat dy har fjirtich jier biwarre hie yn 'e toarre wyldernis. Hja wist ek fan de striid mei Sihon en Och en hja leaude fêst dat Jozua nou fan doel wie om Kanaän oan to fallen. En as dat sa wie, dan wie Jericho de earste stêd dy't se hawwe moasten. En it mocht dan in sterke stêd wêze, Jericho, mei swiere poarten en in mânske muorre, hja koene it fêst net hâlde tsjin dy sterke god en syn striidber folk. Har stêd soe yn flammen opgean en de bern fan Israël soene Kanaän yn bisit nimme. Soms tocht se, dat it hearlik wêze moast, by sa'n jong sterk folk to hearren en in god to hawwen, dy't midden tusken syn folk wenne en dy't rêdde koe út alle need en noed. Dan woe se de stêd wol útgean en nei it kamp fan Jozua tsjen en freegje: Nim my oan as ien fan jimme folk en lear my de tsjinst fan dy wûndere god. Mar dat koe fansels net en dy Israëliten soene har net leauwe. Hja moast bliuwe en mei Jericho ûndergean.

En nou wiene der twa mannen fan dat folk yn har hûs kommen en nou krige se dochs de kâns noch; nou koe se dy mannen helpe en sa har eigen libben rêdde. It wie oft djip yn har hert in stim sei: Doch nou de kar, Rachab, it kin nou noch. Dy't by Kanaän heart en by syn goaden, dy giet ûnder, mar by Israël en by de god fan Israël is it libben en de takomst.

Dat alles gyng har troch de holle, dy jouns doe't de beide Israëliten mei har praetten. It wie net maklik om to brekken mei it eigen folk, mei de eigen stêd, mei har wyld

en frij libben yn it hûs op 'e muorre en der wie gjin tiid om alles goed troch to tinken, gjin tiid om der noch in nacht oer to sliepen; hja moast nou daliks bislute. En dy beide mannen koene hjir ek de hiele nacht net bliuwe: it lei har by dat se om har komme soene. Hja moast ien fan beiden: har forbergje of har oanjaen by de kening.

En doe stie har bislút fêst: hja woe by dat frjemde folk hearre, by dy frjemde, machtige god. It koe har neat skele, hwat de minsken van Jericho der fan seine, dy mochten it om har gemien fine, mar hja die it dochs! It gyng om har libben en allinne de god fan Israël koe har rêdde. Biret gyng se oerein.

'Kom', sei se, 'jim binne hjir net feilich, mar ik wol jim helpe en sil jim in skûlplak wize. Fannacht, as de hiele stêd sliept, sil ik jim troch it finster litte.' De beide man-

...de beide mannen lieten har sakje en flechten...

nen seagen har mei greate eagen oan. Hwat woe dy frou? Wie se fan doel om har oan 'e kening to forrieden en woe se har dêrom opslúte, dat hja tiid krige om har oan to jaen? Of woe se har echt helpe, dizze frjemde, heidenske frou?

En doe fortelde Rachab mei koarte wurden hwat har doel wie: dat hja by Israël hearre woe, dat hja briek mei har eigen goaden, mei har eigen folk en dat hja fêst leaude dat Jozua it winne soe. ‘En dat tink ik net allinne’, sei se, ‘mar dat leauwe alle minsken hjir. Doe't wy hearden, dat jim Sihon de kening fan 'e Amoriten en Och de kening fan Basan forslein hiene, doe is ús it hert toraend en gjin ien fan ús kin langer bistean foar jimme antlit; hwant de Heare, jimme god, hy is in god boppe yn 'e himel en ûnder op 'e ierde.’

Doe moasten se har wol leauwe, de beide bispieders, en swijend gyngen se mei har, de brede treppen op, nei it platte dak. Om har hinne stiene de donkere huzen en yn 'e djipte lei it donkere lân. In ein fierder, op nei it Easten, moast de Jordaen wêze, dêr't hja dy moarns oer gien wiene en noch fierder it kamp fan har eigen folk. En oan 'e oare kant lei it lân fan Kanaän, it lân fan 'e fijân. Hja moasten it ris witte, de mannen fan Jericho!

En wilens makke Rachab handich har skûlplak ré. Hja hie op it dak in heap flaeksskeaven, dy't droege wurde moasten en dêrûnder makke se romte foar de beide mannen. It wie gjin bêst plak, ûnder dat broeiske flaeks, mar it gyng om har libben en de bispieders krûpten der moedich ûnder en wachten op 'e dingen dy't komme soene.

Hja leine der noch net ienris lang en Rachab wie noch mar krêkt ûnder, doe't der flugge stappen klonken yn 'e strjitte. Lûde stimmen rôpen. Rachab die de doar iepen. Hja wist dat it nou om har libben gyng, mar bang wie se net. De god fan Israël soe wol noed stean foar syn tsjinners en dan moast er har ek helpe.

Yn 'e tsjustere strjitte stiene in stik-of-hwat soldaten, it bleate swurd yn 'e fûst. ‘Hwat is der oan?’ frege Rachab kalm.

Ien fan 'e soldaten die it wurd: ‘Sa seit de kening: ‘Leverje ús de beide mannen út dy't ta dy kommen binne, dystû yn 'e hûs nommen hast, hwant it binne fijannen en hja binne kommen om ús to bispieden.’

Rachab bearde dat se tige kjel waerd. ‘Spitich’, sei se, ‘mar jim binne krekt to let. Wis, der hawwe twa frjemden by my west, mar yn 'e skimerjoun, krekt foar it poartesluten, binne se wer fuortgien. Mar as jim oanmeitsje miskien kinne jim se dan noch ynhelje.’

Hja stie dêr sa rêstich, dy jonge frou en hja glimke sa freonlik, dat de keningsboaden har fuortdaliks leauden. It kaem net yn har op om it hûs troch to sykjen en sa hurd as se koene setten se op 'e poarte ta. Salang't har dravende stappen klonken bleau Rachab yn 'e doar stean; doe't alles wer stil wie, gyng se hastich yn 'e hûs en op it dak. Fluch sette se de skeaven oan 'e kant en wonk de beide mannen; swijend gyngen se nei ûnderen, yn 'e keamer dêr't it finster wie.

Foar it lêst praetten se noch meiïnoar. ‘Ik haw jim holpen’, sei Rachab, ‘en jim it libben rêdden, doch jimme my nou goed, de deis dat Jericho falt en hâld my yn it libben, my en ús heit-en-dy, myn bruorren en myn susters en alles dat harres is.’

De beide mannen stieken de hân op. ‘Wy swarre, dat wy jimme it libben sparje sille; wy beide, wy steane boarch foar jim; de deis dat wy de stêd ynnimme, sille wy dit hûs net forbaerne en alles hwat yn dit hûs is, jo en jins hiele famylje, sille wy net deadzje. Mar pas dan op, dat gjin ien fan ús ôfspraek wit en dat jim ús net forriede,

hwant dan soene wy frij wêze fan de eed dy't wy sward hawwe. En hingje dan dy deis in read koard oan it finster, dat wy krekt sjen kinne hwêr't jo wenje, hwant der binne mear huzen yn dizze muorre biboud.'

Rachab knikte. 'Neffens jimme wurden, sa mei it wêze. Nou sil ik jim gean litte, mar net daliks de kant op nei de Jordaen, hwant dêr wachtsje de soldaten fan 'e kening op jim. Gean leaver earst it lân fierder yn en hâld jim biskûl yn 'e bergen; en nei in dei of trije, as it paed frij is, gean dan oer de rivier.' Doe boun se in tou oan 'e traeljes fan it finster en de beide mannen lieten har sakje en flechten, de donkere fjilden oer nei de bergen yn it Westen.

Trije dagen letter, by nacht en tsjuster, rounen se forsichtich troch de rivier en de oare moarns kamen se yn it kamp. Hja brochten in moedich rapport út. 'Wis wier', seine se tsjin Jozua, 'de Heare hat

dat hiele lân yn ús hannen jown, hwant al de biwenners fan it lân binne al toraend foar ús antlit.' En hja forhellen it wûndere forhael fan Rachab, dy't fan Jericho wie en fan Israël wêze woe.

De Jordaen

AL GAU NEI DE TOCHT FAN 'E beide bispieders, makke Jozua alles klear foar de ynfal yn it biloofde lân. De froulju en de lytse bern, de âlden en de siken bleauwen yn it greate kamp by de grins fan Moab, mar alle man dy't it swurd en it skyld tille koe, riste him ré ta de swiere tocht. Hwant dat soe it wurde, dizze oarloch, yn Kanaän, dêr't safolle sterke stammen wennen en dêr't safolle forsterke stêdden leine. Mar lykwols wiene se net bang, dizze bern fan Israël. It wie sa: hja wiene fan âlds in slavefolk en oarlogjen hiene se noch net folle forstân fan, mar hja wisten dat de Heare foar har úttriek en dat er har de oerwinning jaen soe. Foar't hja de greate tocht oangyngen, spriek Jozua earst noch meî de mannen fan Gad en Ruben en Manasse, dy't letter wenje soene yn it lân East fan 'e Jordaen. Hy sei it har noch ien kear goed oan dat it har plicht wie om mei op to tsjen en om de hiele fjildtocht mei út to tsjinjen en hy wiisde har it plak yn 'e kolonne oan: mei lange lânsen wapene soene se foaroan gean. En hja wiene der klear foar, de mannen fan 'e trije stammen. Hja antwurden Jozua: 'Al hwat jo ús hjitten hawwe, sille wy dwaen, en oeral dêr't jo ús stjûre, sille wy gean. Alle man dy't jins mûle oerhearrich wêze sil en nei jins wurden net harkje sil, dy sil deade wurde; wês jo mar sterk en manmoedich.'

Op in moarn bitiid teach it leger op, sa'n f jirtich tûzen man sterk en sette in kamp op ticht by de Jordaen. Hja tochten net dat hja der gau troch koene en makken har klear op in lang wachtersskoft. Bytiden is de Jordaen mar in smelle rivier, dy't troch in brede, djippe delling bochtet, mar it wie nou de tiid fan 'e risping en it wetter wie heech, sa heech dat de hiele delling fol stie en men der mar op in inkeld plak, forsichtich, trochgean koe. Dat hoe lang soe dat wol net duorje, as al dy tûzenen dêr achter elkoar troch moasten en hoe soe it komme as de Kanaäniten dan krekt op har oanfoelen? Né, it wie nou de tiid net, om troch de rivier to gean.

Mar de mannen fan 'e stêd Jericho hiene gjin oanfal yn it sin en it like der ek net folle op, dat hja help krije soene. De Kanaaniten fielden har net as ien folk; elke stêd hie syn eigen kening en yn namme stiene se allegearre ûnder de Farao fan Egypte. As it goed soe hie dy har helpe moatten, mar de Farao, dat wisten hja by ûnderfining, biloofde wol help, mar as it der op oan kaem die er neat. Dat de lju fan Jericho wachten mar stil ôf hwat oer har biskikt wie. As dy god fan Jozua sterker wie as de goaden fan Egypte en sterker as de goaden fan Sihon en Och, hwat soe dan ien lytse stêd bigjinne tsjin sok in legermacht? Mar yn elk gefal soe de oanfal nou noch net loskomme: it wetter fan 'e Jordaen moast earst noch sakje...

It kaem al oars as Israël en de mannen fan Jericho tocht hiene! Noch mar in pear dagen wiene se yn it kamp by de rivier, doe't de Heare tsjin Jozua sei: 'Nou sil Ik bigjinne om dyn namme great to meitsjen foar it folk fan Israël en Ik sil it wetter fan 'e Jordaen opkeare, dat it stean bliuwt as in fêste muorre en dat de delling droechrint, súd fan dy wetter-daem; dan sil it hiele leger droech troch it rivierbêd gean. Siz tsjin it folk dat hja alles klear hawwe moatte en sadré't de preesters de ark opnimme en op mars gean nei de rivier, moatte hja der achter oan gean. Mar lit it folk him to wacht nimme en net to ticht by de aik komme, dat der har neat fan oerkomt: twatûzen

jellen moatte der altyd wêze tusken de ark en it leger. En as de preesters oan 'e Jordaen ta binne en har fuotten omtrint it wetter roere dan sil Ik it wetter falle litte en de delling sil droech wêze. En sels moatstû hinnegean en it de preesters en it folk oansizze, dat hja sjen meije dat Ik mei dy bin, lyk as Ik destiids mei de man Mozes west haw.' Tankber en bliid die Jozua hwat de Heare him hjitten hie en joech er it Godswurd troch. Tolve mannen socht er út, út elke stam ien, dy't foar it leger út rounen en opdracht krigen om elk in stien mei to nimmen út 'e rivier. Doe joech er it lêste bifel, de preesters namen de ark by de draechstokken op en de wûndere mara bi-

goun. It kaem krekt út sa't de Heare it bisteld hie: noch mar krekt wiene de preesters oan 'e rivier ta, of it wetter foel en foar de eagen fan it forhearde leger roun de delling leech, sa fier't hja sjen koene. Earne fier yn it noarden op moast dy daem fan wetter wêze en hjir foar har, oan 'e sé yn it suden ta, wie alles droech. Hoeden gyngen de preesters de djipte yn en earbiedich droegen se de hillige ark nei it midden ta. Dêr bleauwen se stean en hiel dat machtich leger marsjearde har foarby; earnstich stiene de gesichten, mar alle eagen blonken bliid. Wie it net hearlik in God to hawwen, dy't sokke wûnders die?

Doe't it hiele leger troch de rivier wie, gyngen de tolve mannen werom en namen elk in stien op it skouder, fan it plak dêr't de preesters stien hiene. Tolve oare stiennen waerden opsteapele midden yn it rivierbêd, Letter, as it wetter leech wie, soene de minsken fan 'e kant ôf dy stienbult sjen kinne, in oantinken oan dizze greate, frjemde dei.

Sadré't de stiennen to plak wiene, gyngen ek de preesters oer en noch mar krekt hiene se de fuotten op 'e fêste wâl of achter har brûsde it wetter wer, it suden yn, de kant op nei de Deade Sé. En moedich triek it leger fierder, it biloofde lân yn, oan Gilgal ta. Dêr steapelen se de tolve stiennen op dy't se meinommen hiene út 'e Jordaen en dêr bleauwen se in dei of hwat yn it tintekamp. Yn datselde Gilgal liet Jozua alle man bisnije, hwant dêr wiene se yn 'e woastine net ta kommen en dêr fierden se ek it Peaske, it earste hillige feest yn it biloofde lân...

En op 'e nij foel oer de mannen fan Jericho en oer de stêdden fan Kanaän de skrik des Heare. Hja hiene gjin hope mear dat hja it winne soene fan it folk, dat sok in machtich god hie.

Jericho

OP IN KEAR, YN DYSELDE TIID, wie Jozua allinne it fjild yngien, net fier fan 'e stêd Jericho. Hy seach yn 'e fierte de huzen en de hege muorre mei toer en poarte en hy tocht der oer nei, hoe't er it bêst de stêd oanfalle koe en fan hokker kant. Great wie Jericho net, mar hoe soene syn mannen oait oer dy hege muorre slagje, hoe koene se troch dy sterke poarte brekke? Hy wist it net, mar hy leaude dat God him helpe soe.

En wylst er dêr sa iensum roun, djip yn gedachten, seach er ynienen in man stean, in man mei in blinkend swurd yn 'e hân. Hy bigriep net hwêr't er sa gau weikommen wie, dy frjemdling en hwerom't er dêr sa stil en swijend stie. Wie it ien fan syn eigen folk, dy't lyk as hysels de stêd opnimme woe? Of wie it in fijân, mar hwerom foel er dan net op him oan?

Moedich roun Jozua op him ta en frege: ‘Hearre jo by ús of by ús fijannen?’

De frjemdling antwurde: ‘Né, mar ik bin de foarst fan it leger des Heare en ik bin kommen oangeande dy saek fan Jericho.’ Jozua wie tige bliid. Krekt nou't er der oer to tinken roun, kaem de Heare sels om him de wei to wizen. Sûnder him to bitinken liet er him op 'e groun falle en sa, mei de holle oan 'e groun, frege er earbiedich: ‘Hwat hat myn Heare syn tsjinstfeint to sizzen?’ Alderearst lei de Heare him op om syn sandalen út to dwaen, hwant de groun dêr't er stie, wie hillich en dêrnei spriek Er mei him oer de kommende striid. Omdat Jericho de alderearste stêd wie, dy't hja ynnimme moasten, soe de Heare dy stêd yn har hannen jaen troch in great en machtich wûnder: sûnder wapengewelt soene se oer de brede muorren en yn 'e sterke stêd

slagje. Israël moast fan it bigjin ôf oan bigripe dat it net yn eigen krêft it biloofde lân foroverje koe, mar dat God it har jaen moast. Hja moasten leare dat hja sels gjin rjocht hiene op have en guod fan 'e Kanaäniten, mar dat alles allinne út genede har ta-kaem. Dat de earste stêd dy't hja nimme soene, soe oars net wêze as ien great offer oan 'e Heare: gjin minske yn Jericho mochten se yn it libben hâlde, gjin bút fan goud of sulver mochten se meinimme yn it kamp, gjin ark fan koper of izer mochten se brûke, alles wie ban-offer en wijd ta de dea. De stêd moast forbaernd wurde en mocht noait wer opboud wurde en alle ark dat net baerne woe, moast ôfsûndere wurde ta de tsjinst fan 'e tabernakel. Letter, as hja oare stêdden ynnamen, mochten se alles sels nimme, mar hwat yn

Jericho wie, dat wie it bysûnder eigendom des Heare. En dat elk dat goed witte soe, moast it hiele leger mei ark en preesters sawn dagen lang om 'e stêd hinnegean en dan, de sawnde deis, soene de muorren fan 'e stêd fansels ynstoarte.

Dyselde deis noch rôp Jozua de âldsten fan it folk by him en joech er har dat Godswurd troch. Hy skerpe har foaral goed yn, dat Jericho ban-offer wie en dat elk dy't hwat fan Jericho mei-naem sels ek ‘ban’ wurde soe en dat om ien sa'n rôver de flok oer hiel it folk komme soe. De âldsten seine it wer troch, elk oan syn eigen ôfdieling en doe't, net lang dêrnei, it leger klear stie foar de mars om 'e stêd, wist elk hoe't er him hâlde en drage moast.

En sa bigoun op in iere moarn de earste omgong om de faeije stêd. Preesters yn wide wite mantels droegen de ark en sawn oaren rounen der foar en bliezen op bazunen fan kromme ramme-hoarnen makke. En foar en achter de hillige ark, swijend en earnstich, triek it wapene leger op. Ien omgong diene se mar, dy earste deis; ien rounte lutsen se om Jericho en alles dat binnen dy deadlike sirkel lei, wie nou ta Gods banoffer wijd. Oer alles, dat libbe yn Jericho lei nou de flok des Heare; oer alles, bihalve dy iene famylje yn it hûs op 'e muorre, dêr't it reade koard út it finster hong... De mannen fan Jericho wiene op 'e muorre klommen, doe't dy frjemde optocht der oan kaem en in sterke wacht stie by de poarte ré. Hwat woene se, dy tsjinners fan dy greate god, dy't de Jordaen droechmakke hie, dat hja mei de ark des Heare opteagen nei har stêd.? Soe nou aenstouns, de ark foarop, dat greate leger yn 'e oanfal gean? Hja huveren en wachten. Mar doe't hja ien kear om Jericho hinne west hiene, trieken se stil werom en gyngen wer nei it kamp by Gilgal. Noch ien dei tominsten koene se rêstich har wegen gean, noch ien nacht feilich sliepe!

Mar ek de twadde deis die de fijân oars neat as om 'e stêd hinne rinne en krekt sa gyng it de oare dagen fan dy frjemde wike. Hwat woe dat folk? Doarst dy god dan dochs de striid net oan, of soe der hwat freesliks barre, hwat dat hja nou noch net bigripe koene? Elke moarn dy mars om 'e muorren en fierder wie de hiele dei lang alles stil. Mar djip yn har hert wisten se, dat it sa net bliuwe koe! Soms, yn 'e gleone middei, as alles stil wie oer it fjild, wie it krekt as hearden se noch dat swier en somber lûd fan 'e bazunen.

En sa kaem de lêste, de sawnde dei. Ier yn 'e moarn al stie it leger marsfeardich en noch ien kear spriek Jozua har ta. Dizze moarn moasten se sawn reizen om 'e stêd hinne dwaen en dan, nei de sawnde omgong, soene de sawn preesters de bazunen blaze en moast hiel it folk jûchje. Hwant net earder as hja lûd en optein jûchen, soene de muorren falle: hja moasten op God bitrouwe en jûchje, foar't hja de oerwinning bihelle hiene. En foar it lêst skerpe Jozua it har yn, dat alles yn Jericho band wurde moast, dat gjin minske en gjin bist yn it libben bliuwe mocht - útsein dan Rachab en har famylje - en dat gjinien hwat nei him nimme mocht, dat ûnder de ban des Heare lei.

Doe joegen se har op mars, swijend en earnstich. In greate dei soe dit wurde; de earste stêd fan it biloofde lân soe har yn hannen falle, sa mar, sûnder stoarm en striid, in wûnder Gods. Der wiene guon by dy't der stil fan waerden en dy't tochten: wy binne neat better as dizze Kanaäniten en nou moatte hja stjerre en wy binne Gods eigen folk en meije syn wraek oan 'e heidenen wreke. Sokken skammen har oer har

sûnden en wiene tankber, dat God har útkard hie, mar de measten tochten der net iens oer nei: dy hiene wol sin oan it aventûr en diene hast gjin geduld om sawn kear de stêd om; hja knypten de fûst om it swurd en it kaem net by har op, dat hjasels likegoed de dea fortsjinne hiene.

It duorre in hiel skoft ear't hja sawn kear de omgong makke hiene en de sinne stie al heech oan 'e loft doe't de preesters stean bleauwen. It weard stil. Alle man hie de wapens úttein en allegearre stiene se nou mei it gesicht nei de hege muorre. Doe gyngen op 'e nij de bazunen, lang en lûd en tagelyk brieken al dy stimmen los; as hiene se de slach al slein, sa jûchen se en doe't hja op it lûdst rôpen seagen se hoe't de mânske muorren skuorden en foaroer foelen. De groun trille har ûnder de fuotten, doe't dy stikken stien delsloegen en in grize wolk fan pún en moude hong boppe de stêd. Hja wachten dat dy wolk wer

fallen wie en doe stoarmen se oer pún en stien de stêd yn. Der wiene net folle minsken mear yn Jericho, dy't de moed hiene om to fjochtsjen. En it holp neat.

Noch foar't de joun kaem en it tsjuster foel oer de flakte, wie Jericho in deade stêd. Gjin minske libbe mear yn 'e lege huzen, gjin man en gjin frou en gjin bern; sels de bisten yn 'e stêd wiene deade mei it skerp fan it swurd en út alle huzen wie it goud en sulver en it ark fan koper en izer weinommen en nei it kamp to Gilgal brocht om it letter to brûken by de tabernakel. Ek Rachel mei har hiele famylje wie ophelle en bûten it leger, yn in mannich tinten, krigen se ûnderdak...

Folle letter, doe't de striid oer wie en it lân fordield, waerden se opnommen yn Israël. Rachab troude mei in man út 'e stam fan Juda en fan dyselde Rachab stamme David ôf en dus ek ús Heare Jezus Christus. En it is goed, dat wy dat witte, dat de Kristus Gods him sa fornedere hat, dat er it flesk en bloed oannimme woe net allinne fan keningen en profeten, mar ek fan in sûndige frou út in fordoarne stêd. Nou witte wy dan, dat der by him bihâld is, sels foar ús, sûndige en fordoarne minsken, en dat gjin ien fan ús him to min is.

Deselde jouns, doe't de striders fan Jozua troch de strjitten fan 'e deade stêd gyngen en hûs nei hûs yn 'e brân stieken, wie in man út Juda oan it graven yn syn tint. Yn in djippe kûle forburch er in steaf goud, twa hûnderd sulversikkels en in djûre Babylonyske mantel. Hy wist wol, dat it forkeard wie hwat er die, hwant al dat moaije guod hie er stellen út Jericho, út de stêd dêr't alles ûnder Gods ban-flok lei. Hy wist wol, dat er nou sels ek ûnder de flok lei, dat er syn famylje, syn stam, syn hiele folk ta ban-offer makke hie, mar dêr woe er net oan tinke. It blonk him sa yn 'e eagen, dat goud en dat rinkeljend sulver en net ien hie it ommers sjoen. Letter as hja mear stêdden namen en sels de bút ha mochten, dan soe er ryk wêze en yn syn bûnte mantel gean en dan koe gjin ien it der mear oan sjen, dat it út Jericho kaem. Yn alle haest bistoppe er it guod en stampte de ierde fêst. Gjin frjemd soe yn syn slieptint komme en de húsgenoaten, as dy it al murken, dy soene it net forklappe. Mar doe't er dy lette joun him nei sliepen joech, wie er net bliid mear mei de stellen skat. Hy wie bang en koe net sliepe...

Achan

NET LANG NEI DE FAL FAN Jericho stjûrde Jozua op 'e nij bispieders út, de kant op nei Ai, dat noardwest fan Jericho yn it berchlân lei. Hja kamen werom mei it boadskip dat yn Ai net folle minsken wennen en dat twa- of trijetûzen man it maklik ynnimme koenen; it soe wier gjin sin hawwe en lit it hiele leger dêr in lange mars om meitsje.

Dat op in goede dei trieken trije tûzen jonge, feardige keardels op it lytse stedtsje los. Hiel de lange wei kaem der har gjin fijân tsjin; gjin Kanaäniten weagen it en fal op Israël oan yn it iepen fjild. Fluch triek it leger op 'e poarte ta; hja hiene suver sin oan 'e striid en dizze kear hoegde net alles forbaernd to wurden, mar mochten se sels alle oarlochsbút hâlde. It soe ek wis net folle tiid fergje om de poarte iepen to brekken; dit wie mar in bihindich stedtsje, mei neat om by to setten. Sels op 'e muorre seach men suver gjin soldaten.

Hja kamen ticht by de poarte, sa ticht dat de boargers fan Ai har suver bisjitte koene mei pylk-en-bôge en hja stelden har op foar de stoarmrin. Doe sloegen ynienen de poarte-doarren iepen en in lytse troep soldaten stoarme op Jozua's mannen ta en

noch wisten de forhearde Israëliten sa gau net hwat se der oan hiene, doe foelen de earsten en foarsten al. Wyld houden de mannen fan Ai der op yn en it waerd in slimme panyk; noch foar't hja goed en wol de wapens brûkt hiene sloech it greate leger fan trije tûzen man op 'e flecht foar dat hantsjefol mannen út Ai. Hja tochten der net iens oan hoe minmachtich de fijân wie, hja hearden net nei har oanfierders, dy't rôpen dat hja stean bliuwe moasten; hja hearden allinne mar it wyld jûchhei fan dy dappere lytse binde en it deadsgejammer fan 'e fallene maten. Mar ien gedachte hiene se mear: werom nei it feilich kamp, nei Jozua en it leger en hja rounen sa hurd as se koene om it faeije libben to rêdden. Dy't net hurdernôch út 'e fuotten komme koe, waerd delhoud en stoar in wrede dea.

De middeis kamen se, wurch en ûngedien en tige biskamme yn it kamp by Gilgal oan. Hjir, út ditselde tintekamp, wiene se de moarns bitiid mei moed op mars gien en nou wiene se der wer, forslein en alhiel ûntdien. Doe't de lêsten binnen wiene waerd der appèl hâlden: der misten seis-en-tritich man.

It hiele kamp rekke yn ûnstjûr. Op sa folle tûzenen soldaten wie seis-en-tritich man net folle, mar dat hja nou forslein wiene, midden yn it fijannich lân, dat nou de heidenen triomfearren, dat wie it slimste. Sa'n lytse stêd, de earste dy't hja sels ynnimme moasten en nou al sa'n tobekslach! Lûd jammerjend rounen se tusken de tinten om. Holp God har dan net mear, dyselde God dy't de machtige muorren fan Jericho omwurpen hie? Wiene se dan syn folk net mear en joech er har nou allegearre oer oan 'e dea?

En sels Jozua wie forslein en wist net mear hoe't it moast. Daliks, doe't er alles heard hie, gyng er mei de âldsten nei de tint dêr 't de ark en de pieesters wiene. Ta teken fan rou diene se moude op 'e holle en swarte doeken om, hja skuorden de klean en lieten har plat op 'e groun delfalle. Hoe faek hiene Mozes en Aäron sa net lein to bidden foar de tint des Heare? Hoe faek hie God it smeekjen fan syn freon Mozes net heard en útkomst jown út alle need? En nou wie Mozes der al lang net mear en lei Jozua, de kriichsman dêr. Mar ek Jozua koe bidde.

'Och Heare, Heare', klage er, 'hwerom hawwe Jo dit folk dochs troch de Jordaen gean litten, om ús to jaen yn 'e hân fan 'e Amoariten? Hiene wy it mar weage en bliuw oan 'e oare kant de rivier! Och Heare, hwat moat ik sizze, nou't Israël foar it antlit fan syn fijannen de nekke keard hat? Nou sille alle Kanaäniten it hearre en hja sille komme en ús bisingelje en ús fordylgje fan 'e ierde en hwat sille Jo dan oan jins greate namme dwaen?' Strang antwurde de Heare: 'Kom oerein; hwerom leistû dêr plat oer de ierde? Israël hat sûndige en hja hawwe nommen fan it bande; fan myn banoffer hawe se stellen en it binefterhâlden en it by har húsrie lein. Dêrom binne se nou sels yn 'e ban en Ik sil fuortoan net mear mei jimme wêze, as jim dy ban net út jim formidden fordylgje. Dat gean oerein en siz tsjin it folk, dat hja har hilligje op moarn en lit dan it hiele folk yn 'e moarntiid oankomme neffens jimme stammen en geslachten en húsgesinnen en Ik sil de man oanwize dy't sûndige hat en dy man, mei alles hwat er hat, sil mei fjûr forbaernd wurde, om't er it forboun des Heare oertrêdde en in dwaesheit yn Israël dien hat.'

En sa stie dan de oare moarns bitiid it folk foar Jozua; de âldsten foar en dêrefter, yn brede rigen, it bange folk. Ek Achan stie der by en noch doarst er neat to sizzen. Hie er it mar noait meinommen, dat sulver en dat goud en dy moaije mantel, mar hwa hie tinke kinnen dat dit der achterwei komme soe? In forlerne slach en seis-en-tritich deaden en dat alles om hwat jild! Moast er dêr nou om stjerre, hy en syn bern? Hy seach hoe't de preesters alles ré makken foar it godsoardiel. In offerdier waerd slachte en by it rikjend alter stiene de tolve âdsten fan 'e stammen Israëls. Sa earnstich stiene se dêr en seagen nei de preester dy't it lot foar har wurp. As it nou ris forkeard gyng mei it lot, as nou syn stam ris net oanwiisd waerd... Mar dan soe immen oars foar him stjerre moatte! Soe er nou noch nei foaren gean en sizze: 'Hâld mar opl Ik haw it dien?' Mar dat doarst er net. Hwat soe syn heit sizze en syn greate bern, dy't mei him stjerre moasten? Doe hearde er de preester sizzen, strang en lûd: 'De stam fan Juda is rekke; alle oaren geane frij út!' It wie oft syn hert stil stie. Mar noch sei er neat. Hy koe neat sizze. Nou wist er, dat de Heare him fine soe.

En wer stie in rige mannen foar Jozua: de haden fan alle geslachten út 'e stam Juda. Dizze kear foel it lot op it geslacht fan Zarchi, itselde geslacht dêr't ek Achan by hearde. O, God-yn-'e-himel, hwerom hie er doe syn hannen net thúshâlden, dy deis yn Jericho? En nou wie it foar altyd to let. It wie oft it lûd fan 'e preester hiel fier wei kaem: ‘De Heare wiist de famylje fan Zabdi oan. Lit alle man fan Zabdi hjir by it alter komme.’ Zabdi, dat wie syn pake. Hy stie midden tusken de oaren. Ticht by him stie syn heit, mar hy doarst net nei him to sjen. Allegearre seagen se earnstich: dit wie de lêste kear, dat de preester it lot werpe soe: dit gie om dea en libben. Doe

seach er nei Zabdi. De âldman hie de grize holle bûgd. De skande, de djippe skande, dat er hjir nou stean moast foar it hiele folk! Alles hie Achan jaen wollen, alle skatten fan Kanaän, as er dit goedmeitsje koe...

It wie dea-stil. Achan seach neat mear; hy stoarre nei it alter, mar alles skimere him foar de eagen. Doe spriek de preester: ‘Achan, de soan fan Karmi, de soan fan Zabdi, is skuldich. De Heare sels hat him oanwiisd mei it lot.’

Allegearre seagen se nei him, de âlde Zabdi en syn heit, syn omkes en syn bruorren en syn eigen bern en hy fielde it forwyt yn har eagen. Jozua kaem op him ta en spriek him oan. Hy hie tocht dat hy forgrime wêze soe en him fûle forwiten dwaen, mar syn lûd klonk hast drôvich, doe't er sei: ‘Myn soan, jow de Heare, de God fan Israël, de eare en doch foar Him bilidenis en biken my dochs, hwatstû dien hast.’ Doe earst bigriep Achan hoe swier syn skuld wie, net allinne foar syn famylje oer en syn stam, mar boppeal by God. Allinne mei bloed koe dizze bloedskuld soend wurde. En earnstich sei er: ‘Wiswier, ik haw sûndige tsjin de Heare, de God fan Israël: ik seach by de rôf fan Jericho in sierlike mantel en twahûndert sulversikkels en in stêf blinkend goud, en ik krige der sin oan en ik naem se; en sjoch, ik haw it bidobbe yn 'e groun, yn myn tint.’

Doe waerden der boaden útstjûrd om nei to gean oft alles wie sa't Achan sein hie en om it stellene guod to heljen. It kaem út sa't er sein hie en hja spraetten alles út foar it alter des Heare. Doe spriek Jozua it freeslik fonnis: Achan en alles dat er hie, syn soannen en syn dochters, syn oksen en syn ezels en al syn have soe mei fjûr forbaernd wurde. Hja bounen him en syn bern en brochten har nei in delling, earne tusken de rotsen yn. Dêr waerden se stiennige en doe mei fjûr forbaernd. Oer hwat der fan har oer wie en oer de sierlike mantel en it goud en de stikken sulver, smieten se in stienbult op. Lange jierren hat dy stienheap dêr lein as in oantinken oan de sûnde fan Achan, de man dy't fan Gods banoffer naem en doe sels ta banoffer waerd. De delling krige de namme ‘Achor’, dat ‘muoite’ bitsjut of ‘ûnrêst’, hwant, hie Jozua sein: Achan hat ús yn ûnstjûr brocht, mar de Heare hat him yn ûnstjûr brocht.

Nou't mei de dea fan Achan de ban út it leger wei-dien wie, woe God syn folk wer helpe en sels droech Er Jozua op hoe't hja Ai ynnimme koene. In sterke troep teach by nacht om Ai hinne en forskûle him yn 'e bergen en bosken westlik fan 'e stêd. Doe't Jozua de oare moarns mei de hiele man-en-macht op 'e poarte tateach diene de boargers fan Ai wer in útfal. It leger fan Jozua flechte wer, mar dizze kear wie it net út bangens: hja lokken de mannen fan Ai in ein fan 'e stêd ôf en doe't de stêd iepen en bleat en sûnder bisetting lei, riisden de soldaten út har skûlplak op en namen Ai yn. Wylst de boargers noch fan neat wisten, stie achter har de stêd al yn 'e brân. Jozua stiek de spear omheech: it teken dat it leger net langer flechtsje mocht. Doe kearde de hiele macht fan Israël om en foel op 'e fijân oan en dreau har werom nei de baernende stêd. Dêr wachten de oaren har al op...

Ek yn dizze stêd banden se alles dat libbe, mar alle have namen se foar har sels. De kening fan Ai stoar in wrede dea: hja hongen him heech op in puntige peal...

Gibeon

MEI DE FAL FAN JERICHO EN Ai hie it bliken dien dat gjin stêd it hâlde koe tsjin it leger fan Jozua en yn alle haest stjûrden de stêdden yn Kanaän boaden, om to rieplachtsjen oer in forboun tsjin de miene fijân. As hja mei inoar stiene en mei alle man en macht oanfoelen, koene se miskien dat folk noch oer; diene se dat net en lieten se it der mar op oankomme, dan waerden se ien foar ien fordylge.

Allinne de stêd Gibeon, dy't net fier fan Ai ôflei, fielde net folle foar in oanfal. Hja leauden net mear dat Kanaän it winne koe, sels net as alle keningen en alle stêdden meiïnoar optrieken: tsjin de god fan Israël holp gjin gewelt fan wapens. Hwat joegen swurd en spear, hwat joegen hynders en weinen tsjin in god, dy't de Jor-

daen droechmakke en dy't de muorre fan Jericho falle liet? En it hie ek gjin sin om mar stil ôf to wachtsjen en lit it needlot oer jin komme.

Dat dan wie der mar ien mûglikheit mear: hja moasten bisykje om mei Israël in forboun oan to gean om sa it faeije libben to rêdden. En sels dat soe net maklik wêze! Hja wisten mar al to goed dat dy god syn folk oplein hie om hiel it lân to bisetten en om alle ynwenners út to roegjen. Né, Jozua soe der net oan tinke om in forboun to sluten mei Gibeon en mei de trije stedtsjes dy't der by hearden! Mar as hja nou ris nei him ta gyngen en hja bearden, dat hja út in fier, frjemd lân kamen, hoe soe it dan komme? Elk folk dat in lange, swiere oarloch fiert, wol wol helpers hawwe en as hja Jozua nou ris tige yn 'e hichte stieken en hja priizgen foaral dy god fan Israël tige, soene se har dan dochs noch net oerhelje kinne? It koe yn elk gefal bisocht wurde.

De rie fan 'e âldsten praette lang en breed oer it plan, mar op it lêst waerden hja it iens, dat it al wêze moast. En nou kaem it der op oan om de gaedlike mannen to finen foar de reis nei it kamp fan Israël. It moasten moedige mannen wêze, dy't net gau binaud wiene, hwant as it útkaem hwa 't hja wiene en hwat hja fan doel wiene, dan kaem der fan it hiele selskip net ien wer thús. Mar it koene ek gjin dryste jongkeardels wêze, dy't maklik to folle seine en domme dingen diene, it moasten âlde, wize minsken wêze, dy't wisten hwat der yn 'e wrâld to keap wie en hoe't men mei fjildhearen en riedslju omspringe moat. En elk wurd dat hja seine, elke bûging dy't se makken, de klean sels dy't se oanhiene, alles moast der op birekkene wêze om dy Israëliten oan it forstân to bringen, dat hja út in fier en frjemd lân kamen. Mar al wie it dan gjin wurk foar elken-ien, der wiene wize en foarname Iju genôch yn Gibeon dy't it dwaen koene.

Dat op in goede dei triek der in hiele karavaen de poarte fan Gibeon út; mânlju en in lange rige ezels en fansels de slaven dy't by sok in steatlik selskip hearre. Hja wiene wol sa wiis dat hja net sa mar, de koartste wei lâns, nei Gilgal teagen; hja makken in greate omwei en kamen doe út it noarden wei, op it greate tintekamp ta. En gjinien, dy't harren sjoen hie, soe oait tinke kinne, dat dit nou minsken wiene út in stêd dy't sa tichteby lei. Men koe sjen dat de klean dy't hja droegen, moai west hiene en djûr, mar nou wiene se forblikt en forslein; bilape sandalen hiene se oan 'e fuotten en de sekken dy't de pak-ezels droegen wiene sútrich en stikken. It brea yn 'e sekken wie alhiel útdroege en krommelich en de learene wynsekken wiene op plakken skuord en hastich oaninoar ponge, lyk as mânlju dat dogge, dy't lang fan hûs west hawwe.

Yn it kamp by Gilgal seagen se nuver op, doe't de karavaen stil hâldde by de yngong en frege om Jozua to sprekken. Fansels wie der gjin biswier tsjin om har yn to litten en sa stiene se dan, de swalkers-út-'e fierte, foar de oanfierder en syn riedslju. Hja diene har it groetsjen en bûgen tige oan tiid en doe seine se it doel fan har komst: ‘Wy binne kommen út in fier lân; nou dan, meitsje in forboun mei ús.’

Der wiene by de âldsten fan Israël dochs guon, dy't it net rjocht fortrouden. Dat koe dochs sa mar net, dat hja in forboun oangyngen mei frjemden en hja wisten noch net iens hwêr't hja weikamen. ‘Miskien wenje jim wol yn ús formidden,’ seine se. De boaden fan Gibeon fielden, dat it der nou op oan kaem, mar hja murken ek, dat it Jozua oars net sa min talike. Hja gyngen op him ta en makken in djippe bûging. ‘Wy binne jins tsjinstfeinten’, seine se earnstich. Dat bitsjutte fansels, dat hja neat mei dy âldsten út to stean hiene, mar dat Jozua hjir de man wie en dat hja nou fierder

mar leafst mei him de saken biprate woene. Hy wie oars net in greatsk man, Jozua, mar it die him goed dat dy frjemde boaden it fan him forwachten en dat hja sa goed wisten dat hy de lieder wie. ‘Hwa binne jim’, frege er freonlik, ‘en hwer komme jim wei?’

Hja antwurden: ‘Jins tsjinstfeinten komme út in tige fier lân; it leit fier yn it noarden op, noch bûten de grinzen fan Kanaän en it is sa fier ôf, dat jim der fêst net fan heard hawwe en dat it gjin sin hat en neam de namme. En wy hawwe de fiere reis allinne makke om 'e namme fan 'e Heare, jins God. Hwant wy hawwe fan 'e Heare, heard en dat er jim forlost hat út Egypte en dat er Sihon, de kening fan 'e Amoariten yn jim hân jown hat en Och, de kening fan Bazan. En dat wy in lange reis hawn

hawwe, dat docht wol bliken; sjoch hjir ús brea: it wie noch waerm doe't wy it ynpakten foar de reis en nou is it droech en krommelich; en sjoch ús wynsekken: doe't wy se folgeaten wiene se nij en nou binne se suver toskuord; en de klean dy't wy oanhawwe en ús sandalen, hja binne suver forsliten op it bloedich lange ein.'

Jozua knikte. It wie dúdlik, dat dizze mannen út 'e fierte kamen en dat hja heech opseagen by Israëls God. Dus sa fier yn it noarden wisten se al fan de greate dieden des Heare. Jericho en Ai neamden se net; ek dat wie in klear biwiis, dat hja net tichteby wennen. It like him ta dat hja al in forboun slute moasten. It waerd noch in swiere striid, binammen nou't de Kanaäniten meiïnoar tsjin Israël stride woene en dan wie it in skoan ding dat hja dêr, heech yn it Noarden, help krigen. En God hie har wol strang forbean om in forboun to sluten mei de Kanaäniten, dy't ûnder syn flok leine, mar it wie net forbean om help to sykjen by oare folken.

It hie fansels Jozua syn plicht west om de Heare to freegjen, mar dat die er net. It wie oft dy frjemde boaden mei har moaije wurden oer Israëls God, him bitsjoend hiene en hy spriek der oer mei de âldsten, oft it net it bêste wie en gean nou daliks it forboun mar oan. Der wie nou net ien mear dy't biswieren makke; ek net ien dy't der op sinde om God to bifreegjen.

Jozua sels sei it de boaden oan. Hja bûgden djip en seine dat it in hege eare wie. Doe joegen se Jozua en de âldsten fan har brea en meiïnoar ieten se, lyk as it freonen en bounmaten past. Hja skammen har hast, dat se gjin better brea hiene, mar dat kaem fan 'e fiere reis en by sok in miel giet it net om 'e smaek! Dat wie fansels wier, mar it farske brea, dat Jozua doe opdrage liet, foel der al better yn. It waerd in fleurige gearsit, dêr by de tint fan Jozua; de gasten út it fiere lân koene it wurd wol dwaen. En nimmen hie der erch yn, dat hja bytiden it laitsjen hast net litte koene.

Dyselde oerdeis noch waerd it forboun sletten; der kamen preesters by to pas en in offer en fansels in offermiel mei de romte fan fleis en wyn. Mar by alle wille en fleur tochten de boaden der wol oan, dat alles goed biskreaun waerd: hja soene Israël helpe, sadré as Jozua it frege en Israël soe har gebiet noait oanfalle en har noait nei it libben tingje...

Doe't hja goed útrêst wiene fan 'e lange, swiere reis, gyngen se wer fuort, it noarden yn. Hja sille wol nije klean oankrigen hawwe en nije wynsekken mei en nije skuon. Men soe net graech wolle dat jins freonen foar skande rounen, de lange wei nei hûs!

De Gibeoniten kamen feilich thús fan dizze frjemde reis. It wie har noch ta-fallen: hja hiene net tocht dat Jozua en syn riedslju der sa ûnnoazel ynrinne soene. It hie yn it minst gjin muoite koste om har oer to heljen. En hja glimken spotsk, doe't se it klaei-taffeltsje, dêr't it forboun op útskreaun stie, opburgen...

En dochs hawwe de wize mannen fan Gibeon net folle wille hawn fan har slimme streek. Trije dagen letter kaem Jozua mei it leger opsetten en hiet de âldsten om foar him to kommen. Strang spriek er har oan om har bidroch: 'Nou dan, forflokt meije jim wêze om hwat jim ús oandien hawwe en altyd sille jim letter slaven wêze, houtkappers en wetterputters yn it hûs fan myn God!' De Gibeoniten seagen wol yn, dat hja har skikke moasten. Hja wiene al bliid, dat hja tominsten it libben der ôfrêdden hiene en dy slavetsjinst, dat soene se ek wol wer oerkomme. 'Doch ús lyk as it goed en lyk as it rjocht is yn jins eagen.' Sa roun dat fleurich offer-miel yn it kamp to Gilgal út op skea en skande foar Israël en op swiere slavernij foar it folk fan Gibeon. Hwant earst hiene Jozua en de âldsten al muoite mei it folk, dat de stêd dochs banne

woe en gâns jierren letter, yn 'e tiid fan kening Saul, binne der forskate Gibeoniten formoarde. En noait binne se echte Israëliten wurden, lyk as Rachab en har famylje; altyd bleauwen se frjemden, slaven yn it lân, dat ienris har eigen west hie.

It eigen lân

DY FRJEMDE HISTOARJE MEI DE mannen fan Gibeon hie dochs noch greate gefolgen: de keningen fan Súd-Palestina, dy't der al lang oer tocht hiene om meiïnoar tsjin Jozua op to tsjen, sea-

gen nou it swurk driuwen en waerden it sa mar iens. Fiif keningen gyngen meiïnoar yn it boun en trieken op nei Gibeon: earst soene se dy ôffallige stêd tuchtigje en dan soene se ôfrekkenje mei Israël en Jozua. Mar sa fier kaem it net. Noch foar't hja de stêd ynnommen hiene, foel Jozua mei it hiele leger op har oan en forsloech se. It roun út op in wylde flecht, in smelle berchpas lâns en doe't it like dat hja it slimste hawn hiene en dat de measten it libben der ôfrêdde soene, briek der in skriklike tongerbui los mei hagel en wjerljocht. Op 'e skeane heuvelkling by Beth-Horon foelen der mear troch de hagel as troch it swurd fan Israëls mannen.

Doe't Jozua seach dat de flechtsjende fijân him hast noch ûntkomme soe, fjurre er op 'e nij syn mannen oan. Hja mochten net ûntkomme, dy Kanaäniten; hja moasten de kâns net krije om jitris yn 'e oanfal to gean; de Heare, dy't stried foar syn folk mei hagel en tonger, moast him helpe! En mei stiek Jozua de hân omheech nei de himel en rôp: ‘Sinne, bliuw stean to Gibeon, en dû, moanne, yn 'e delling fan Ajalon!’ En ek nou hearde de Heare nei it gebet fan syn trouwe tsjintsfeint: de sinne bleau stean en de dei duorre langer as gewoan: in great tal Kanaäniten dy't al har hope set hiene op 'e joun en it tsjuster, foelen noch troch it swurd op dy lange, einleaze middei. Sels de fiif keningen koene net ûntkomme en stoaren in wrede dea.

Nei dizze greate oerwinning lei it Súdlik diel fan Kanaän foar Israël iepen en foel stêd nei stêd it folk yn hannen. It hiele berchlân waerd biset en allinne de stêdden yn 'e flakte, deun by de sé, namen se net yn. Dat moast fansels letter noch al, mar earst moasten se it noarden yn, dêr't in great tal stêdden har ré risten ta de striid. It wie in machtich leger mei weinen en hynders, dat de tinten opsloech by de boarnen fan Merom. Hja hiene har moed wol, dat hja Israël oer koene: alderearst al wiene se folle machtiger as de fiif keningen út it súden, en dan, hwat soe dat folk út Egypte bigjinne tsjin al dy izeren weinen en dy wylde hynders? Mar hja krigen de kâns net ienris om har wapenreau to brûken: ear't hja der erch yn hiene foel Jozua har legerkamp oan en yn ien wylde stoarm sloech er it hiele leger útinoar. In great tal Kanaäniten foel yn 'e striid en alle hynder-en-weinen foelen de Israëliten yn hannen. Hja mochten se net hâlde: de weinen waerden forbaernd en alle hynders makken se dea.

It duorre noch gâns in skoft ear't ek yn it noarden alle stêdden ynnommen wiene en slein mei de ban. Mar ienris kaem it dochs sa fier, dat ek dêrre alle stêdden yn 'e bergen fallen wiene en dat mar allinne inkelde fêstingen yn 'e flakte noch yn 'e macht wiene fan 'e heidenen.

Dat nou waerd it tiid om it lân to fordielen en elke stam syn wenplak ta to wizen. It wie al bisletten dat Ruben, Gad en de heale stam fan Manasse it lân oan 'e oare kant de Jordaen hawwe soene, mar ek de oare stammen lotten nou, elk om syn plak yn it biloofde lân. Alhiel yn it noarden kamen Aser, Sebulon, Naftali en Issaskar to wenjen; de sterke stam fan Efraim krige it midden en de oare heale stam fan Manasse krige it gebiet by de Karmelbergen. It súdlik heuvellân kaem oan Juda en noard en súd fan Juda setten de stam fan Dan en Simeon har nei wenjen.

Der wie ien stam dy't net meilotte en dus net in eigen gebiet krige: de stam fan Levi. Om't Levi de preesterstam wie en om't alle Leviten bysûnder ta de tsjinst fan 'e tabernakel wijd wiene, kamen hja it hiele lân oer to wenjen, yn 'e stêdden fan alle oare stammen. Hja moasten it folk ûnderrjochtsje en it de wet en de ynsettingen des Heare leare. Fan 'e Levite-stêdden waerden der seis ta ‘frij-stêd’ oanwiisd; nei ien fan dy seis stêdden mocht alleman yn Israël flechtsje as er, sûnder opsetsin, in minske

deade hie. Wie er ienris yn 'e frijstêd, dan mocht gjin-ien him mear hwat dwaen. Fansels hie in moardner, dy't willemoeds de neiste oan it libben kaem, dat rjocht net: dy moast yn elk gefal troch de famylje fan 'e forsleine deade wurde, om sa de bloedskuld wei to nimmen en Gods wraek to kearen.

En sa hie dan nou elke stam syn eigen plak en koene de âldsten it lân fordiele ûnder de famyljes en de húsgesinnen. Nou wie dan de lange reis fan Egypte en de Sinaï nei it biloofde lân folbrocht; nou wie it swalkjen dien en it heukerjen yn tinten; nou hie elk syn eigen hoekje bou en weide foar de bisten; nou boude elk in eigen hûs.

Nei fjirtich lange, swiere jierren, wiene se dan nou thús.

It wie noch wol net sa't it wêze moast: noch sieten de Kanaäniten yn 'e stêdden fan 'e flakte en noch wiene alle heidenen net slein mei de ban, mar dat soe mei 'er tiid noch wol komme. Fuort doe't it lân fordield waerd, hie Jozua it har jitris oplein, dat it sa net bliuwe koe. Hja mochten dy heidenen net libje litte yn des Heare lân; yn it lân dat Hy har ta-makke hie wie allinne plak foar syn hillich folk. Gjin alters mochten der mear rikje foar de ûnreine goaden yn it lân, dêr't syn gouden bouns-ark stie. Elke stam moast de Kanaaniten fordylgje dy't op har groun noch oerbleaun wiene. Fansels biloofden se it allegearre: yn dizze earste greate blidens woene se alles wol bilove.

Mar it hie fansels ek gjin haest, mienden se. Al dy Kanaäniten hâlden har ommers rêstich en hja kamen gjin ien to-nei. As se it weagen en kom foar it ljocht, út har hoalen en har stêdden wei, dan soene se mei har ôfrekkenje, mar dat doarsten se ommers dochs net! En bûtendat, Jozua sels waerd âlder en hja hiene sa lang al fochten en dien: it waerd heech tiid dat hja it lân bihouden en dat wurk allinne al ferge de hiele man! It wie ommers allegearre nij en ûnwennich, foar in folk dat opgroeid wie yn 'e woastine en gjin ûnderfining fan buorkjen hie. Der foel nou gjin brea mear út 'e himel, hja moasten it nou winne út dizze groun, dy't har noch net eigen wurden wie.

En sa glieden de jierren foarby. Elk jier, nei de koarte, kâlde winter, rûze de iere rein oer de ierde; elk jier bloeide de Maeitiid mei grien en blommen, elk jier yn 'e gleone simmer ripe it nôt; elk jier al weroan rispen se de druven en dronken de frisse wyn. Earst wie it in wûnder; doe wende it; op it lêst wie it suver, as hie it altyd sa west. Dy swiere reis troch de toarre wyldernis bigounen se to forjitten, de trochtocht troch de Reade Sé, it wetter út 'e rotsstien, de wolkkolom, it manna, de tocht troch de Jordaen, it waerd in moai forhael út in fiere tiid. Soms koene de âlde minsken der noch fan fortelle en dan wie it altyd wer moai, mar al mear naem it hjoed har yn bislach, de drokte fan it wurk, de soargen om fé en lân. Dy Kanaaniten, dêr tochten se net folle mear oer; dy moasten har hert mar ophelje. It lân wie nou fan har, en hja wiene Gods eigen folk, dat de Heare soe wol op har passe.

Yn dy tiid stoar Jozua, de soan fan Nun, de lêste greate lieder fan it folk.

Jozua, de profeet

LANG WIE IT AL LYN DAT DE man Mozes stoarn wie op 'e berch Nebo; allinne de âldste minsken wisten it noch en koene it foar har krije hoe't er doe allinne de berch op gien wie, in âld en iensum man, in great profeet. En nou rôp de Heare de twadde lieder fan syn post, de kriichshelt Jozua, dy't tagelyk ek profeet wie.

Fansels, Jozua wie in hiel oar man as Mozes en by dy Godsman koe er net yn it skaed stean. Al dy jierren yn 'e wyldernis, fan 'e dei ôf dat Mozes him roppen hie ta de striid tsjin Amalek, hie er noait profetearre; it hoegde net, hwant Mozes wie der wol en dy brocht de wurden des Heare oer oan it folk. En doe't Mozes der net mear wie, en doe't Jozua it hiele folk op 'e noed hie, doe kaem de striid tsjin de Kanaäniten en hie de oarloch him alhiel yn bislach en wie der net folle tiid ta profetearjen en sprekken. En nei dat jier fan oarloch en striid wie elk syn wegen gien; der wie gjin

tintekamp mear en gjin rie fan âldsten en de greate kriichsman Jozua wie boer wurden, earne yn 'e bergen fan Efraim, by in lyts en forgetten doarp. De jierren gyngen foarby en der barde neat bysûnders en de minsken bigounen him suver hwat to forjitten. En as dat it slimste mar west hie, mar hjir yn dit goede lân, dêr't elk syn hûs hie en syn stikje bou en dêr't gjin fijân har mear binei kaem, bigounen se ek har God to forjitteíi. Doe't Jozua dêr hwat fan fornaem oan 'e ein fan syn libben, bigriep er, dat er dat sa mar net gewurde litte mocht en jitte ien kear waerd er de lieder, de profeet fan it folk des Heare.

It wie ek net de earste kearl Hwant hy mocht dan alderearst soldaet west ha, dizze

Jozua, de soan fan Nun, hy hie dochs ek altyd witten dat der heger en wichtiger dingen binne yn it libben as striid en oerwinning, as eare en oarlochsbút. Midden yn 'e striid om Kanaän, doe't hja it biloofde lân noch net àlhiel yn 'e macht hiene, hie Jozua it hiele folk gearroppen by de bergen fan Sichem, de Ebal en de Gerizim. Op 'e skeante fan 'e beide bergen, de iene helt op 'e Gerizim en de oare op 'e Ebal, stie it folk en seach hoe't Jozua in alter boude yn 'e delling en hoe't de preesters it offer baernden. En doe't de offertsjinst oer wie, riisde Jozua oerein en mei lûde stim lies er har de wet to-foare dy't Mozes destiids opskreaun hie. It duorre lang en de fiersten koene lang alles net forstean, mar dochs hie it in greate dei west, dy't lang yn it ûnthâld bleau. Op it lêst lies er noch de seine dy't komme soe as hja trou de Heare tsjinnen en de flok en it oardiel, dy't wis folgje soene, as hja God forgeaten en oare goaden tsjinnen. Doe dy deis hie it folk biloofd, dat hja de wet des Heare dwaen soene en hja hiene greatsk west op har lieder, de man dy't foar har útgie yn 'e striid en dy't foar gjin fijân bang wie, mar dy't har tagelyk de wet foarhâldde; kriichsman en profeet tagelyk.

Dat wie nou al wer lange jierren lyn en mannichien wie al wer forgetten hwat er doe, mei de hân op it hert, biloofd hie. It gyng hast fansels dat hja God forgeaten en syn strange, swiere wet. Yn 'e woastine destiids, doe wie it safolle makliker. Dêr wennen se allegearre byinoar yn it tintekamp en seach de iene op 'e oare ta; dêr wie Mozes by har en dy ûntkaem net folle en dêr stie de tabernakel yn it formidden en de Heare sels yn 'e donkere wolk. Mar hjir hie elk syn eigen hûs en wie men op jinsels oanwiisd; de neiste buorman wist noch net iens hwat der barde achter de tichte muorren en God sels spriek net mear út it fjûr mei in stim fan fiere tonger. Der wie gjin Mozes mear en Jozua buorke yn Efraïm. Wis, de tabernakel stie midden yn it lân en ien kear yn 't jier teagen se der hinne, mar hwat is ien kear yn in lang jier en soms gyng ek dat noch oer!

En dan wiene de Kanaäniten der noch, it folk dat fan God forflokt wie, mar dy't hja lang net allegearre útroege hiene. Yn it earstoan hiene se har forskûle yn 'e bosken en yn 'e bergen, of hja bleauwen yn 'e stêdden yn 'e flakte, dy't hja noch altyd yn 'e macht hiene, mar letter waerden se dryster en kamen mei de mannen fan Israel yn 'e kunde. Dat wie net alhiel sa't it hearde - hja leine ommers ûnder de ban - mar kwea hiene se net yn it sin en soms wie it tige maklik. Hja hiene al sa lang yn dit lân wenne en hja hiene folle mear forstân fan 'e groun en fan 'e bou as de Israeliten. Hwêr soene dy it nammers leard ha? Yn Egypte wie alles oars en dêr diene se slave-wurk en yn 'e woastine koe it net. Dy Kanaäniten, dêr koene se hwat fan leare.

En, sûnder dat hja der erch yn hiene, learden se ek noch oare dingen! It barde soms dat it lân net folle joech, dat de rein net foel op 'e tiid, en dat it libben guod de frucht op it fjild fornielde. Dan seine de Kanaäniten: ‘It is jimme eigen domme skuld; it kin sa ek noait goed komme. Jim skreppe wakker op 'e bou en dat is bêst fansels, mar jim moatte de Baäl fan it lân in offer bringe: maeitiids as de winter oer is, en ear't jim de sicht yn it nôt slagge en hjerstmis as jim it winterkoam siedzje. It is goed en bêst dat jim de Heare tsjinje, en Hy is in machtich god, dat hat wol bliken dien, mar dêrom moat de geast fan it lân syn offer ek ha. De Heare hat jim troch de woastine brocht en Hy hat jim dit lân jown - Hy is de god fan it fjûr en fan 'e oarloch, mar de bou en de fruchten, de drúven en de oliven, sokke lytse dingen, dêr gean de mindere goaden oer. En as dy net op 'e tiid har offer krije, dan komt it net goed!’

De Israëliten wisten fansels wol better, mar op it lêst lieten somliken it ear der nei hingje. It koe bisocht wurde, tochten se, en as it net holp, dan koene se der altyd noch mei ophâlde. En de Heare, dy't har opfierd hie út Egypte en dy't har dit goede lân jown hie, dy bleau fansels altyd har earste en heechste God: Hy hie yn it oanbigjin de himel en de ierde makke en de Baäls, dy't wennen yn it lân, ûnder in machtige beam, of earne yn in tsjustere spelonk, of by it rûzjend wetter, koene net lykje by Him! En hja bigriepen net, dat de Heare de iene en iennichste God is, dat njonken him gjin god of Baäl bistiet en dat elk offer oan 'e goaden in swiere sûnde wie. Hy wol syn eare net diele mei de ûngoa-

den, Hy wol foar syn folk de Iene wêze en dy't de nammen fan 'e goaden neamt njonken sines, is him al ûntrou.

It wie fansels net sa, dat hiel it folk fan Israël har sa gau al mei de Baäls ôfjoech; it wiene noch mar inkelden, mar it wie dochs wol goed, dat Jozua it folk oprôp, om har noch ien kear to warskôgjen. Hja kamen trou op, de âldsten en de foarmannen, mar ek in greate mannichte gewoane minsken: suver elk dy't de reis dwaen koe en it oan tiid hie, makke de reis nei Sichem. Hja kamen alhiel út it Suderlân fan Juda en út de noarderbergen; hja kamen fan de sékant en út it East-Jordaenlân wei en yn tiden hiene se net sa goed field dat hja byinoar hearden en ien folk wiene.

Earnstich harken se nei de wurden fan Jozua. Hy wiisde der har jitris op, dat de Heare har dit goede lân jown hie en dat hja troch syn goede ginst allinne de Kanaaniten forslein hiene. Mar hy sei ek, dat dat wurk noch lang net ôfroun wie en dat hja se allegearre útroegje moasten. ‘Haw gjin omgong mei dat ûnbillich folk, dat yn jim lân noch oer is; únthâld de nammen fan har goaden net en swar der net by en bûch jimme der net foar. Wês net bang, hwant de Heare is great en sil jim helpe: ien fan jimme sil tûzen fijannen jeije, as jim mar op him bitrouwe. Mar as jim net dogge hwat Hy jim oplein hat en as jim de heidenen net útsuverje út jimme lân, dan sil Er jim net mear helpe en al dy frjemde folken, dy't jim yn it libben sparre ha, sille jim wurde ta in strik en ta in net, en ta in gisel yn jimme siden en ta toarnen yn jim eagen, krekt sa lang oan't jim ûndergean yn dit lân, dat de Heare jim jown hat.’ En oan 'e ein fan syn rede stelde er har wer de seine foar en de flok; de seine as hja de wet des Heare hâldden, de swiere flok as hja God forgeaten en him ûntrou waerden. ‘En lit ús nou’, sei er, ‘it forboun mei de Heare fornije en Him jitris de trou belove.’

It waerd in greate dei dêr yn Sichem, doe't Jozua alle âldsten en haden en rjochters by it alter rôp om jitris yn it forboun to gean mei de Heare, har God. Heech stie er dêr boppe it folk, de grize profeet, en yn machtige wurden rôp er har op ta de tsjinst fan God. Hy bigoun by Abraham wei en forhelle hoe't de Heare him roppen hie út in sûndich folk: syn eigen heit, Tearach, hie oan 'e oare kant de rivier de goaden tsjinne. Mar Abraham hie de Heare trou tsjinne en God hie him seinge en him makke ta in great folk. Dat folk wiene hjasels, Gods eigen, iene folk en nou hie de Heare har in lân jown, dêr't hja net oan arbeide hiene, en stêdden dy't hja net boud hiene en wynbergen en olivebeammen dy't hja net plante hiene. ‘Nou dan,’ rôp er mei útset lûd, ‘freezje de Heare en tsjinje him en jow jim net wer ta de tsjinst fan 'e goaden dy't jimme âffears oan 'e oare kant de Rivier tsjinne hawwe en tsjinje ek de Baäls fan dit lân net. Mar, as it kwea yn jim eagen is, om de Heare to tsjinjen, doch dan hjoed de kar en siz it dan, mar hwat my en myn hûs oanbilanget, wy sille de Heare tsjinje!’

De mannen fan Israël hoegden har net lang to birieden: de wurden fan de âlde, grize kriichshelt taestten har djip yn it moed, Sa hiene se him noch noait sprekken heard, sa like er op de Mozes, dêr't de âlden fan fortelden, sa wie er har mear as in moedich soldaet, mear as in lieder en foarman, sa wie er har in Godsman en in great profeet. En mei djippe earbied antwurden se: ‘Wy sille de Heare ús God noait forlitte, mar wy sille him tsjinje, hwant Hy is ús God!’ Noch ien kear naem de âlde profeet it wurd. ‘It is net maklik om de Heare to tsjinjen; Hy wol net lije dat jim Him tsjinje en de ûngoaden: al jim offers wol Er ha, al jim eare en it hiele hert. Dat ik nim jim ta tsjûgen tsjin jim sels, dat jim hjoed de Heare keazen hawwe, om him altyd to

tsjinjen.’ Doe gyngen al dy hannen omheech en al dy mûlen seine, yn in machtich sprekkoar: ‘Wy binne tsjûge!’

Doe liet Jozua de âldsten by it alter komme en mei in offer waerd it bisegele. In greate stien waerd ta in teken opset, dat dizze greate dei net yn it forjitboek komme soe. En dêrmei gyngen se har wegen, de âldsten en de rjochters en al it folk en brochten it nijs fan it forboun yn alle doarpen en stêdden fan it lân.

Net lang nei dizze greate dei stoar Jozua en waerd bigroeven to Timnath-Searach, yn it berchlân fan Efrïm. En dêrmei bigoun der foar it folk fan Israël in nije tiid. Mozes wie der al lang net mear en nou moasten se Jozua ek noch misse; nou wie der gjin lieder mear dy't foar har útteach yn

'e striid, gjin profeet mear, dy't har Gods wurden sei en foar har bidde koe. Ienris, gâns jierren letter, soe Israël in kening hawwe, in kening sa wiis en machtich, dat syn rom fier oer de grinzen gyng fan syn Iyts lân - mar sa fier wie it noch lang net. Earst soene der noch tiden komme fan ellinde en fordrukking, tiden fan sûnde en skande: it tiidrek fan 'e Rjochters, doe't der ‘gjin kening wie yn Israël’ en doe't alle man mar die ‘hwat rjocht wie yn syn eagen.’

It stellen godsbyld

HY WENNE YN IT BERCHLÂN FAN Efraïm, de boer mei syn moaije namme, Michajehu. ‘Hwa is de Heare gelyk’, bitsjutte dat, mar troch-en-dei waerd er Micha neamd. Hy wie oars wol yn oansjen, dizze greate boer, en net allinne om't er ryk wie en in great hûs biwenne - mei alle bygebouwen en de huzen fan syn boaden, wie it suver in doarp-yn-it-lyts - mar foaral, om't er tige godstsjinstich wie en dêr gâns foar oer hie. Ien fan syn soannen hie er ta preester wijd en dy hie in keamer ta syn foldwaen mei efod en tearafim: suver in timpel, allinne foar Micha en syn folk.

Micha wie tige wiis mei syn godshûs en syn preester en hy leaude fêst, dat de Heare der him om seingje soe. Hy wie ek gjin tsjinner fan 'e ûngoaden, de Baäls brocht er noait in offer oan en de tearafim, lytse goadebylden, brûkte er allinne ta de tsjinst fan God. Dat dat tige forkeard wie en dat God it fan âlde tiden ôf forbean hie, dat wist Micha net en der wie ek net ien dy't him sa wiis makke. Alle minsken dy't him koene seagen heech by him op en tochten dat er bysûnder from wie; in man dy't net allinne oan it wurk en de bou tocht, mar ien dy't ek hwat foar de Heare oer hie. En dochs wie Micha sa bêst net as de buorlju mienden en op in kear die er hwat, dat lang net moai wie. Syn âlde mem wenne al lang by him yn en ienris, as hja kaem to stjerren, soe Micha alles ervje dat hja hie. En dat wie net sa'n bytsje; hja hie wol alvehûndert sikkels sulver, mear as oardeltûzen goune, en dat wie foar dy tiid in hiel kaptael. Micha hie dat jild skoan brûke kinnen, mar it âld minske wie nog tige hecht en it like der net folle op, dat hja gau de holle dellizze soe. Net, dat Micha nei syn memme dea útseach, sa slim wie it net, mar soms tocht er: hwat moat nou sa'n âlde frou mei sa'n slompe jild en ik, mei myn bidriuw, ik soe it sa skoan brûke kinne.

Op in kear, doe't er yn 'e gelegenheit wie, koe er de forlieding net wjerstean en naem er de sekken sulver mei. As it der op oan kaem wie it syn jild ek mei en mem die der dochs neat mei; yn it earstoan soe se wol fan 'e wize wêze, mar dat bikaem wol wer.

Fansels kaem it al gau út en it âld minske wie alhiel oerstjûr. Har skoander jild, dêr't sa foar wrotten wie, dat liet se der net by sitte! It koe net oars, ien fan 'e slaven moast it dien hawwe en hja die gjin lichten, Micha moast alle boaden roppe en ien foar ien moasten se sizze hwat hja der fan wisten. Allegearre biswarden se dat hja ûnskuldich wiene. It âld minske makke har hoe langer hoe lilker. ‘Ien fan jimme wit der mear fan’, sei se koppich. ‘Jim moatte it sizzel’ Der wie net ien dy't de mûle iepen die. Doe fleach it har oan en mei triljend lûd sei se in swiere forflokking: de man dy't dit stik útheefd hie, de Heare soe him slaen mei sykte en kwalen, syn wiif soe de slavin wurde fan in frjemde man, syn bern soene gjin dak boppe de holle hawwe en ivich biddelje by de doarren... Noch folle mear makke se der fan en de hiele slave-stoet

stie to triljen op 'e skonken. It wie net bêst, sa'n flokspreuk, mar as men it net dien hie en nearne fan wist...

It âld minske gyng yn 'e hûs en wachte. Hy soe him wol biriede, dy gemiene dief! Hy soe fêst wol bang wurde en it jild werombringe en dan mocht it om har hwat tafalle mei dy flok. As it jild der mar wer wie, dat wie it fornaemste. En dêrmei gyng de doar iepen. Hja skikte rjocht op 'e bank. Dus, dy flok hie dochs holpen! En doe wie it suver oft hja troch de groun sonk: it wie net in slaef dy't de keamer ynkaem, mar har eigen soan, har Michajehu! ‘Mem’, stammere er, ‘dat jild, dêr't mem om flokt en winske hat, dat hie ik

meinommen. Hjir is it wer: der mist gjin sikkel.'

Hja wist net hwat hja sizze soe, sa gau. Dat hie se noait tinke kinnen, dat har eigen soan in dief wie. En doe ynienen waerd se bleek. O, mar nou sloech dy flok op him, nou hie se mei dy skriklike flok-spreuk har eigen jonge yn it ûngelok stoart! Him en syn bern, al har beppesizzers, dêr't hja sa wiis mei wie. Dit koe sa net bliuwe. Dy flok moast stuite wurde. Hja moast him seingje. En mei-ien riisde se oerein. Har meagere earm stiek se omheech nei de himel. 'Seinge mei myn soan de Heare wêze.'

Mar hja fortroude it noch net; om dy swiere flok fan har soan wei to nimmen koe it wis net mei in seine ta. Der moast noch hwat oars barre. Dat ûngelokkige jild woe se net ienris wer ha: it soe ûnheil bringe oer de hiele famylje. O, hwerom hie se net wachte! Hie se it mar noait sein; Micha soe it fêst út himsels wol werom brocht ha. 'Ik bin bliid dat alles der noch is,' sei se, 'mar ik wol it nou net mear ha. It is foar de Heare; ik meitsje Him alles ta. Nim dû it, Micha, en lit der in getten byld fan meitsje en set dat yn dyn godshûs. Faeks sil de Heare dan genedich wêze en dy flok net komme litte.'

Micha hearde der al frjemd fan op. Sa'n greate som hie er stellen en nou mocht er it ek noch hâlde! Mar it koe net, dat doarst er net oannimme. Dat goadebyld woe er wol graech hawwe, mar syn mem hie flokt, nou moast it offer ek fan har komme. En alles joech er har werom, oan 'e lêste sikkel ta. Doe naem it âld minske der twa hûndert sikkel by wei en liet it nei de goudsmid bringe; dy makke der in prachtich byld foar en dat kaem to stean yn it godshûs, dat Micha makke hie. Hja wiene der allegearre tige wiis mei en Micha tocht nou fêst dat de Heare him seingje soe. Der wie yn hiele Efraïm gjin man dy't soks hie: in preester, in efod, in djûr en getten byld en dan noch in aparte keamer en tearafim. Mar it soe noch moaijer wurde! Op in dei kaem der in reizger oan, in jonge man noch en oan 'e klean to sjen in Levyt. Micha helle him daliks yn 'e hûs en frege hwat er woe en hwêr't er wei kaem. It die bliken, dat de jongeman út Bethlehem kaem en dat er op reis wie om wurk to sykjen, dat him paste. Hy hie net ienris folle moed dat er hwat fine soe: it wie wol foarskreaun yn 'e wet fan Mozes, dat it folk de preesters en de Leviten ûnderhâlde moast, mar dêr kaem net altyd folle fan. En hy wie ek noch wol út 'e famylje fan Mozes: syn pake wie Gersjoom, de soan fan 'e greate Godsman.

En doe wist Micha hwat him to dwaen stie. 'Man', sei er optein, 'ik haw in godshûs mei alles, dat der by heart: efod en preester en tearafim en in great en prachtich byld; mar wurd jo nou myn preester en ik sil jo jiers tsien suversikkels jaen en de klean en de kost der op ta!' De Levyt hoegde him net lang to birieden: hy waerd preester yn it plak fan Micha syn soan en it duorre net lang of hy wie der alhiel thús; as hie er sels in soan fan Micha west, dan hie it net better hoegd. En sûnt dy deis gyng de man Micha moedich syn wegen: hy wie net bang mear foar dy flok fan syn mem! God koe net lilk mear wêze op in man dy't sa'n preester hie: in Levyt út it geslacht fan Mozes.

Sa fier wie it al kommen yn Israël, dat de minsken de tabernakel forgeaten dy't to Silo stie, en dat hja bliid wiene mei in eigen-makke byld en in ûnwettich preester en in efod en in tearafim. Hwat soe Mozes sein hawwe as er dit allegearre sjoen hie? Mozes, dy't it gouden keal by de Sinaï oan gruzels sloech en dy't syn trouwe Leviten, it swurd yn 'e fûst, op it dounsjend folk losliet? Micha tocht net oan Mozes. Hy wie fierstento bliid mei dizze Levyt, dy't út it skaei fan Mozes wie.

Mar lang duorre syn blydskip net!

Om dyselde tiid sahwat dat Micha syn godshûs ynrjochte en de Levyt ta preester wijde, siet de stam fan Dan forlegen om wenromte. Destiids, doe't Jozua it lân fordielde, hiene ek de Daniten har part wol krige: in berchstreek ticht by de Westlike Sé en in flakte tusken de bergen en de kust. Letter lykwols hiene de heidenen har út 'e flakte weidreaun en nou hiene se suver gjin romte mear. Hja hiene der wol oer praet mei oare stammen, mar dy hiene ek neat oer en dy woene ek net helpe om de Kanaäniten to fordriuwen. Dat de Daniten, as hja romte hawwe soene foar har minsken en har fé, moasten der sels hwat op út fine en op in goede dei stjûrden se fiif jonge keardels út, it noarden yn, om to

sjen oft der noch earne in gaedlik plak wie om to wenjen. It moast goed lân wêze, mei romte foar altyd seis hûndert húsgesinnen en as der al minsken wennen, dat hindere neat, dêr wisten se wol rie op. It kaem der ek neat op oan oft it by it rjochtsgebiet fan in oare stam hearde; to freegjen hoegden se gjinien, as it lân mar rom en de groun mar fruchtber wie.

De fiif jonge mannen, dryste keardels, dy't der net folle omjoegen, setten de stap der yn en kamen op 'e lange reis ek by it hus fan Micha lâns. Hja gyngen der oan en fregen oft hja de nachts oerbliuwe mochten. Micha foun it goed: hy joech har iten en ûnderdak en de oare moarns bitiid makken se har ré om wer fierder to gean.

Wylst hja op 'e poarte tarounen - Micha hie in muorre om it hiem, mei in brede poarte der yn - hearden se yn in keamer de Levyt, dy't lûd-op oan it bidden wie. Forheard bleauwen se stean en harken. Doe gyngen se bretael it godshûs yn en rôpen de Levyt.

‘Hwat hawwe jo hjir to meitsjen?’ fregen se, ‘en hwat dogge jo hjir?’

De Levyt fortelde dat Micha him as preester woun hie en liet har alles sjen: it godshûs, de efod, de tearafim en fansels it getten byld dat Micha syn mem meitsje litten hie. De fiif Daniten seagen elkoar ris oan en allegearre tochten se itselde: dat wie wol hwat foar ús, as wy skielk forhúzje moatte. Sa'n preester en sa'n prachtich byld, dat soe fêst gelok oanbringe, tominsten as it in goed preester wie, ien dy't syn fak forstie. Mar dat koene se gauwernôch gewaer wurdel

En freonlik fregen se: ‘As jo dôch in preester binne en in efod hawwe, freegje God dan foar ús, oft wy in goede reis ha sille en oft wy ta ús doel komme of net.’ Der waerd in offer brocht en de Levyt sloech de prachtige mantel om. ‘Gean yn frede’, sei er plechtich, ‘de wei dy't jimme gean sille is foar de Heare.’ De Daniten bitellen hwat se yn 'e skuld wiene en gyngen har wegen. En doe't hja goed en wol bûten de poarte wiene, seine se tsjin elkoar: ‘As it ien kear sa fier is en wy forhûzje, dan nimme wy dy preester en syn byld en syn efod mei. It soe skande wêze, dat dizze iene boer in godshûs hat en in heale stam hat neat.’ Micha soe it wol net moai fine, mar hwat koe har dy boer út Efraïm skele?

De fiif mannen reizgen gâns in ein it Noarden yn en kamen op it lêst to Laïs, in stedtsje dat by it gebiet fan Naftali hearde, mar dêr't noch altyd Kanaäniten wennen. Hja bleauwen der in skoftsje en joegen har eagen goed de kost: de lju fan Lais libben rêstich en ûnbisoarge, hja bimuoiden har mei gjin ien en hiene ek fan nimmen help to wachtsjen. It soe tige maklik wêze om dizze stêd to oerfallen, de biwenners út to roegjen en har lân yn bisit to nimmen.

Dat doe't de fiif bispieders werom kamen yn Dan, seine se tsjin 'e âldsten dy't har útstjûrd hiene. ‘Oerein! Lit ús optsjen en dy stêd oerfalle, hwant it lân is tige goed en it folk is ûnbisoarge en wy hawwe der de romte, fier en hein! Kom, wês net sleau, hwant God hat it yn ús hannen jown, in oarde dêr't it oan neat op ierde ûntbrekt.’ En hja forhellen fan de preester yn it hûs fan Micha, dy't har yn it foar al sein hie, dat hja in goede reis ha soene en it wie krekt sa útkommen! Dat as hja optrieken nei Laïs en dy preester en dat byld meinamen, dan soe it har wis goed gean...

Net lang dêrnei teagen út Soara en Estaöl, twa stêdden yn it berchlân fan Dan, seishûndert wapene mannen op, mei in hiel gefolch fan bern en froulju en mei alle

fé en have. De fiif jonge mannen dy't nei Laïs west hiene, trieken foarop en wiisden de wei. Doe't by hja it hûs fan Micha kamen, gyngen se it godshûs yn en fregen de Levyt hoe't it mei him wie. Hja fortelden, dat se in goede reis hawn hiene, doe, en dat it dan nou sa fier wie dat hja nei Laïs soene. De preester gyng daliks nei bûten. Der barde net folle yn dit stille doarpke yn 'e bergen en hy woe wol ris prate mei al dy Daniten, dêr by de poarte.

Hy hie noch mar krekt de hakken bûten de doar, of de fiif mannen bigounen it godshûs leech to stellen: hja pakten de lytse tearafim yn, de djûre mantel en it getten byld. Doe gyngen se wer nei bûten, de poarte út, dêr't de preester rêstich to praten stie mei de wapene mannen fan Dan. Hy wist net hwat er seach en binijd frege er: ‘Hwat dogge jim nou?’

De fiif mannen skammen har yn it minst net. ‘Meitsje gjin drokte’, seine se, ‘mar gean mei ús en wês ús ta in heit en preester. Hwat is better, dat jo preester binne foar ien húsgesin, of dat jo it binne foar in stam en in geslacht yn Israël?’

As er in earlike keardel west hie, dizze man út it slachte fan Mozes, dan hie er sein: Ik bliuw by Micha, dy't my yn 'e hûs nommen hat doe't ik gjin dak boppe de holle hie, dy't my wurk en klean en iten jown hat, doe't ik net wist hwer't ik hinne soe en noait gean ik mei sa'n rôversbinde, as jimme binne! Doe't jim op reis wiene, hat Micha jim yn 'e hûs nommen en sliepplak jown en, by wize fan tank, stelle jim nou syn godshûs leech! Mar dat sei de preester net! It like him prachtich ta, preester to wêzen fan in hiele stam. Ryk soe er wurde en heech yn eare en de romte fan offers soene se him bringe, dy Daniten. ‘Ik gean mei’, sei er bliid en sels naem er de efod en it byld en de tearafim oer en joech him midden tusken de Daniten. Hy hoegde gjin ôfskie fan Micha to nimmen, dat hie er wol bigrepen...

En fierder teach it leger fan Daniten, de seis-hûndert wapene mannen efteroan en foar har út de bern en it fé, de froulju en de stellene god en de preester mei efod en tearafim. Hja wiene tige bliid, dat hja nou sa'n prachtich godsbyld hiene: nou soe de Heare har wis helpe, dat koe net oars. Dat hja alles stellen hiene, dêr hiene se yn it minst gjin lêst fan.

It wie allegearre sa fluch om en ta gien, dêr yn it godshûs, dat Micha der neat fan murken hie en de Daniten wiene al in hiel ein op mars, doe't it einlings útkaem. Micha wie razend. Dy fiif dogeneaten, dy't er yn 'e hûs nommen en iten en sliepplak jown hie, dy gyngen nou mei syn byld en syn preester fuort! It wie in skande! Yn alle haest rôp er syn folk bijïnoar en sa hurd as hja koene, gyngen se de Daniten efternei. Hymjend en trochwiet fan swit hellen se har yn en bigounen to roppen.

De achterste Daniten bleauwen stean. Bretael seagen se Micha oan en koelbloedich fregen se: ‘Hwat wolstû, datst’ dyn boaden gearroppen hast en ús efternei komst?’ Micha waerd wyt fan woede. Dat se dat nou noch freegje doarsten! Krekt as wisten se fan 'e prins gjin kwea, dy gemiene rôvers. ‘Jim hawwe myn preester stellen’, rôp er, ‘en de goaden dy't ik makke hie en nou sizze jim ek noch: hwat wolstû mei ús? Jow se my wer, hwant hwat haw ik nou noch oer?’

De Daniten kamen driigjend op him ta. ‘It is, dat wy tige goed binne’, seine se, ‘en net gau lilk, mar pas nou mar op en siz net wer sok ding. Hwant der binne mannen by ús, dy't net mak binne en as dy praet hearre fan “stellen”, dan koene se ris bitter to moede wurde en op dy oanfalle en dyn libben wei-nimme en dat fan dyn hiele hûs.’

Doe rounen se fierder en seagen net iens mear nei Micha om. Hy seach har nei, forgrime en machteleas. Hwat koe hy tsjin dat leger bigjinne, hy mei syn mannich slaven? Forslein en biskamme gyng er nei hûs. Nou miste er alles: de preester, de efod, de djûre god. Nou soe de Heare net mear nei him omsjen en nei syn godshûs; nou soe de flok fan syn mem fêst komme oer syn hûs en syn bern!

En wilens, oer de bergen fan Efraïm en Naftali, teagen de Daniten op nei Laïs. Hja namen it stedtsje yn en forbaernden it mei fjûr; alles dat libbe: mânlju en froulju en bern, sloegen se mei it skerp fan it swurd en doe bouden se de stêd wer op en setten har nei wenjen. Ien fan 'e huzen makken se in timpel fan en dêr kaem it stellen byld to stean. It hat der tiden en tiden west en ieuwen lang wiene der preesters to Dan -

sa neamden hja to-nei de stêd - út 'e soannen fan dizze Levyt. Út alle doarpen en stêdden yn it noarden wei teagen de minsken der hinne om offers to bringen en om de Heare to freegjen, dat dat lytse stedtsje dêr oan it uterste ein fan it lân waerd wiid forneamd. Mar mei dat al bleau it godshûs fan Dan in flok en in skande yn Israël en yn letter ieuwen is der hiel hwat ellinde út fuortkommen. De Heare sels hie fan 'e Sinaï forbean om bylden to meitsjen en dy to tsjinjen en syn oardiel moast komme oer in folk dat sà syn wet mis-achte...

‘In forskuorrende wolf’

IEN KEAR, DOE'T ER FOAR SYN DEA al syn soannen seinge, hie Jakob sprutsen: ‘Benjamin sil in forskuorrende wolf wêze.’ En yn dy wylde tiid, fuort nei de dea fan Jozua, doe't der gjin kening yn Israël wie en elk mar die hwat him yn 'e holle oankaem, doe is dat wurd fan 'e âlde profeet wier wurden. Hwant der barden noch wol slimmer dingen, as dy frjemde histoarje mei it getten byld fan Michajehu. Der wenne in Levyt yn it berchlân fan Efraïm, dy't twa froulju hie; by syn earste frou hie er noch in bywiif nommen, mar dat wie in wylden-ien en op in kear roun se fuort mei in oare man. Ek dêr bleau se lykwols net lang by en om't hja net wer thús doarst to kommen, gyng se nei Bethlehem, nei har heite hûs. De Levyt wachte fjouwer moanne en doe't se mar net werom kaem, naem er in slaef en twa ezels mei en gyng nei Bethlehem om har wer op to heljen.

Hja waerden it al gau wer iens en ek de heit fan 'e frou wie wakker bliid, dat nou alles wer foarinoar wie. Hy sette brea en fleis en wyn op 'e tafel en hy en syn skoansoan ieten en dronken der goed fan. Trije dagen duorre it feest en doe woe de Levyt wer op nei hûs. De moarns fan 'e fjirde dei wie alles ré foar de reis, mar de âldman praette krekt sa lang, dat de Levyt noch wer oan it iten rekke en doe smakke it him sa lekker, dat hy biloofde dat hja de nacht noch bliuwe soene. Ynpleats soene se dan de fyfte moarn op reis, mar doe't se al bûten wiene, klear foar de lange tocht, bigoun de âlman al wer oer iten. Dat de pakken kamen wer fan 'e ezels en hja rekken fan nijs yn 'e hûs. Mei iten en drinken en smout petear fleach de moarn om en it wie al op 'e middei ear't hja fuort slaggen. Dat dy earste deis kamen se net sa fier en de feint woe hawwe hja moasten yn Jebus oan en dêr de nachts bliuwe. Mar dêr woe de Levyt gjin praet fan hearre; it wie moai waer, dat him tocht hja koene wol oan Gibea of Rama ta komme; it wie ommers better in hinnekommen to sykjen yn in stêd fan Israël, as yn it heidenske Jebus, dêr't noch altiten Kanaäniten wennen. Sa rieden hja dan dy lette jouns de poarte fan Gibea, in stêd yn Benjamin, troch en hâldden stil op it poarte-plein. Der kamen forskate minsken foarby, mar net ien hie it fatsoen en freegje har yn 'e hûs. It waerd al tsjuster, doe stiene se dêr noch: twa mânlju, twa ezels en in jonge frou.

Doe't hja de moed al opjown hiene en tochten dat hja op it plein oernachtsje moasten, kaem der in âld man oan, dy't hwat ekstra lang op syn bou oan it wurk west hie. Hy kaem daliks op 'e frjemden ta en doe't er hearde dat hja út Efraïm wiene, noege er har yn 'e hûs: sels wie er ek in Efraïmyt en hy woe wol graech ris hwat hearre út it âlde lân. Dat hy naem har alle trije mei en joech it har sa goed as er koe. De reizgers hiene oars sels wol iten by har en foer foar de bisten, mar dêr woe de âldman neat fan witte: joun wie hy de gasthear en hja moasten ite fan sines.

It waerd in fleurich miel, dêr yn dat gastfrij hûs en de mannen praetten hûndert út. Mar yn 'e lette joun, doe't it lang al tsjuster wie, kaem der in binde mânlju oan en bounze op 'e doar. De âldman Tiisde hastich oerein en gyng nei de doar. ‘Hwat wolle jim?’ frege er. Mar hy wist al to goed hwat it bitsjutte, dit wyld trelit, yn 'e stille joun. De mannen fan Gibea skammen har net. ‘Bring dy frjemde man nei bûten,’ seine se driigjend, ‘en dan sille wy ús wol mei him rêdde!’ De Efraïmyt skodholle. Hy soe syn gast, dy't ûnder syn dak kommen wie, net oerjaen oan dy goddeleaze binde; hja soene him oanrande en him by einsluten deadzje; in sûnde sa great en sa swier dat

der gjin wurden foar wiene. Dan wie it noch better dat er har syn eigen dochter joech en dy jonge, frjemde frou, mar de gast wie hillich! Hy bîsocht noch om mei har to praten, mar hja wiene troch it mâlle hinne en harken net iens nei him. Miskien hie it himsels ek noch it libben koste, mar achter him gyng de doar iepen en de Levyt treau syn jonge frou nei bûten en skuorde de âldman yn 'e hûs; achter him sloech de doar yn it slot. De Levyt hie him it libben rêdden, mar syn jonge frou moast de priis bitelje! De hiele lange, lange nacht moarden se mei har om en net earder as doe't it ljocht waerd, lieten se har los. Hja kaem by it hûs, dêr't har man wie en woe klopje; mar foar de doar sakke se yninoar en stoar. By alles dat hja har oandien hiene, de mannen fan Gibea, wiene se ek noch

skuldich oan har dea. Ien frou tusken al dy mânlju: wol wie dat wurd fan Jakob wier, dat Benjamin as in wolf forskuorre soel

Doe't de Levyt, letter op 'e moarn, de doar út soe, seach er har lizzen. ‘Gean oerein’, sei er, ‘wy moatte fuort.’ Der kaem gjin antwurd en doe't er goed seach, murk er dat hja al wei wie. Hy sei neat, hy klage net en hy roude net oer de deade; miskien hie er ek net iens safolle fan har hâlden. Mar hja wie syn eigen frou, jong en fleurich, en nou lei se dêr, roungear en bleek en har hert stie foar altyd stil. Dat hiene se him oandien, de mannen fan Gibea, mar hiele Israël soe it witte, en dit kwea soe straft wurde! Mei sin wie er net nei Jebus gien, om't dêr heidenen wennen en dit diene nou de bern fan syn eigen folk! Mar hy liet it der net by sitte! In wrede dea soene se stjerre, dit Sodomsfolk.

Hy boun de deade frou op ien fan 'e ezels en swijend, it hert fol grime, reizge er nei syn hûs. Dêr naem er in mes en dielde har lyk yn tolve stikken. En troch al de stedden en doarpen fan Israel gyngen de boaden en diene it skriklik forhael; hwa't it net leauwe koe, dy lieten se in stik sjèn fan 'e deade frou...

Yn alle stêdden dêr't hja kamen, hâldden de âldsten rie. Soks wie noch noait bard, salang't Israël in folk west hie; dit wie slimmer as de douns om it gouden keal en slimmer as destiids de sûnde mei de goaden fan Moab. As dit sa mar koe, as dizze ban net út it lân wei-dien waerd, dan soe hiel it folk skuldich stean, dan koene se Gods folk net Ianger wêze. En dit wie ek gjin saek fan in stêd of in stam, dit gie alle stammen oan en hiel it folk.

En wer teagen der boaden om troch stêdden en doarpen en alle man waerd nei Mizpa bean, om dêr to rieplachtsjen oer hwat der barre moast. Foar de âldsten fan it folk die de Levyt it forhael en doe't allegearre it heard hiene, wiene se fan bittinken dat sok in kwea straft wurde moast: sok in skuld koe allinne mar soend wurde mei de dea.

It lei har by, dat it net maklik wêze soe om de skuldigen to krijen; hast alle man to Gibea hie mei dien en Gibea wie in sterke stêd. Dat wylst in troep folk it kamp ûtgie om iten op to heljen foar it hiele leger, gyngen der boaden nei de âldsten fan Benjamin. ‘Der is in skandlik stik bard’, seine se, ‘yn ien fan jimme stêdden, dat it jowt foech dat jim ús helpe om it kwea to straffen. Leverje ús dy mannen fan Gibea út en wy sille har deadzje.’

It wie fansels de plicht fan Benjamin om de âldsten to-wille to wêzen; it hie har in eare wêze moatten om de skande út har stamgebiet wei to dwaen, mar hja woene der gjin praet fan hearre. ‘Hwat der yn Benjamin bart, hawwe jimme neat mei nedich’, seine se. ‘Wy helpe jim net en as jim it weagje om Gibea oan to fallen, dan wurd it oarloch’. It joech neat oft de oaren der al tsjin ynleine, oft hja al seine dat it kwea straft wurde moast, dat it ek neffens de wet fan Mozes wie, dat sokke euveldieders út Israël weidien waerden. De mannen fan Benjamin stiene op har stik en woene gjin reden forstean.

De boaden kamen werom yn Mizpa en diene forslach fan har reis. En jitris rieplachte it folk. It spiet har dat Benjamin net meidwaen woe en ynpleats it mei Gibea hâldde, mar dêrom koe it oardiel dochs net oergean. As Benjamin dan mei de misdiedigers stie en tsjin it rjocht en de wet, dan moasten se de gefolgen mar drage. Nou hearde

Benjamin net mear by de oare stammen, nou makken se har willemoeds los út it folksforbân en dêrom, it wie hàr skuld as it oarloch waerd.

Hja makken alles ré foar de oanfal op Gibea. Alle man yn Israël waerd oproppen en de âldsten swarden in djûre eed, dat elk dy't weibleau, band wurde soe. En fierder swarden se noch dat net ien yn Israël to-nei syn dochters oan in Benjaminyt ta frou jaen soe. Sa waerd de bân mei de tsjinwillige stam alhiel ôfsnien en koe de striid bigjinne.

Mar foar't de oanfal bigoun bifregen de âldsten earst de Heare noch, hwa't bigjinne moast. It andert, dat de preester Pinehas joech, wie: ‘Juda moat foarop gean!’ En sa barde it doe de oare deis. Mei Juda yn 'e foarhoede triek de hiele legermacht op. Hja twivelen der yn it minst net oan dat hja it winne soene. It mocht dan wier wêze, dat de Benjaminiten wylde fjochters wiene, mar ien stam tsjin alve, dat hâldden se noait. Né, dizze slach wie suver yn it foar al woun. Mar doe't

hja, wakker soargeleas en oermoedich, op Gibea lostrieken, kamen de Benjaminiten mei de hiele mannemacht op har ta en sloegen it leger fan Israël útinoar. In greate mannichte foelen en Israël triek werom nei it kamp to Mizpa.

Dit hiene se net trocht en it wie in bittere tsjinslach, mar hja lieten de moedfearren dêrom net hingje. Hja soene nou better oppasse. En nou gyng it net mear allinne om dy iene frou en om de sûnde fan it folk fan Gibea, nou soene se oan Benjamin it bloed fan har bruorren wreke. Ek dizze kear bifregen de âldsten de Heare en wer spriek de preester: 'Tsjoch tsjin him op!' De oare deis, deselde wei lâns, gyngen se wer op Gibea los. Dizze kear wiene se net oermoedich, mar ek nou gyngen se dochs net sa't Gods eigen folk heart to wêzen: démoedich en bitrouwend op des Heare help. En ek dy twadde deis woun Benjamin; tûzenen fan Israël bleauwen op it slachfjild efter.

Dy jouns yn it kamp fan Mizpa wiene se slim forslein. Skriemend teagen se op nei Bethel, dêr't Pinehas wie mei de arke en mei offers en tankoffers sochten se it oantlit des Heare. Nou seine se net mear: Wy sille optsjen en Benjamin forslaen, né, nou fregen se démoedich, oft hja jitris úttsjen moasten of dat hja ophâlde mochten. Mar dizze tredde kear hie de hegepreester in better Godswurd: 'Tsjoch op, hwant moarn sil ik him yn dyn hân jaen.'

En sa barde it ek, de oare deis. Fan twa kanten foelen se op 'e mannen fan Benjamin oan en nei in fûle slach moasten dy bilies jaen. Suver it hiele leger fan Benjamin waerd fordylge de stêd fan Gibea gyng yn flammen op en doe foltrieken se oan it hiele stamgebiet de strangste ban. Gjin stêd yn Benjamin bleau oerein stean, gjin frou en gjin bern hâldde it libben; sels it fé waerd deade. As in wolf hie de stam fan Benjamin forskuord - as in keppel wylde wolven makken de bern fan Israël har nou ôf. Alle opkroppe hate fierden se út, de Israëliten, alle wrok oer dy twa bittere nederlagen. Allinne seis hûndert jonge, forgrime keardels rêdden it libben der ôf: hja legeren har op in steile rots, dy't net yn to nimmen wie...

It duorre dagen en wiken, ear't it oardiel oer Benjamin foltôge wie. It bloeijende lân wie in deade wyldernis, de huzen stiene leech, yn 'e hôven rotten de fruchten oan 'e beammen en de loft wie donker fan 'e brân fan 'e stêdden. Earst wiene de mannen fan Israël tige bliid mei de oerwinning mar nou't de wylde striid foarby wie en de gleone wraek kuolle wie oan mânlju en froulju en bern, nou rekken se oan it tinken. It wie goed dat dy Sodoms-mannen út Gibea dea wiene en de âldsten út Benjamin, dy't willemoeds de oarloch bigoun wiene, dy hiene de dea ek fortsjinne, mar hie it wol goed west dat hja de hiele stam útmoarde hiene? Hwant wol libben dêr op 'e rots fan Rimmon dy seis hûndert mânlju noch, mar hja koene ommers dochs gjin frou krije en de stam fan Benjamin soe útstjerre moatte. Hiene se dy strange eed mar noait dien, dat hja har dochters net oan Benjamin jaen soene. Mar in eed brekke, dy't plechtich sward wie by de arke des Heare, njonken it rikjend alter, dat koe net.

Né, it koe gjin fleurich feest wurde, doe't hja to Bethel de offers baernden om God to tankjen foar de oarwinning: hja skriemden en seine: 'Heare, God fan Israël, hwerom is dit dochs bard. dat der hjoed ien fan 'e stammen mist?' En it wie goed, dat hja rouden en klagen, mar it hie noch better west as hja ek har eigen skuld foar God biliden hiene. Hwant ek de oare stammen hiene sundige: ek by har waerden oare

goaden tsjinne, ek har hert wie net suver foar de Heare en de measten fan harren hiene net fochten om de ban út Israël wei to dwaen, mar út wrok en gleone grime. En dat sokke dingen yn har lân barre koene, as doe dy nachts to Gibea, dat wie de skuld fan it hiele folk.

Miskien, as hja har sûnde biliden hiene en hja hiene ynmoedich bidden, dat de Heare har de wei wol wiisd hie hoe 't nou fierder moast. Mar dat diene se net. De âldsten fan it folk kamen wer gear en bitochten sels in plan om de stam fan Benjamin to rêdden.

Dy seis hûndert mannen op 'e rots moasten dêr wei, hja moasten elk in frou hawwe en dan de forbaernde huzen wer opbouwe en it lân wer brûke en bern krije. Sels mochten se har gjin froulu jaen, mar dêr wie wol hwat op to finen. Alle man moast

foar de rie fan 'e âldsten komme en opjaen hwêr't er wei wie: doe't alles teld wie en biskreaun, die it bliken dat der net ien opkommen wie út Jabes yn Gilead, in stêd dy't oan 'e oare kant de Jordaen lei. Mar dan moast ommers dy stêd straft wurde, hwant hja hiene to Mizpa sward, dat elk stjerre soe, dy't net mei optriek nei Gibea. As hja nou Jabes band en hja hâldden de fammen yn it libben, miskien hiene se dan seis hûndert en koene al de Benjaminiten in frou krije.

It plan waerd goedkard en in sterk leger triek nei Jabes. En wer waerd in stêd yn Israël útmoarde, mânlju, froulju en bern, mar fjouwer hûndert jonge fammen namen se mei nei Silo ta. Doe trieken der boaden op út nei de rots fan Rimmon en kundigen de seis hûndert de frede oan. Foar fjouwer hûndert hiene se in frou, mar nou wiene der noch twa hûndert to min. Hoe moast dat nou, nou't der gjin stêd mear wie om út to moardzjen?

Mar de âldsten fan Israël wisten ek nou wer rie. As dy ta hûndert mânlju dan net in frou krije koene, dan moasten se mar in frou stelle. En tomûk diene se har birjocht: ‘As skielk to Silo it jierliks feest hâlden wurdt en de fammen útgeane om to dounsjen, oerfal har dan en nim elk in faem en gean dan sa hurd as jim kinne nei it gebiet fan Benjamin. Mochten har heiten of broers dan by ús komme en har wer opeaskje, dan sille wy foar jim pleitsje dat hja se jim hâlde litte.’

En sa is it bard: wylst de deis fan it feest de jonge fammen dounsen, kamen de Benjaminiten út 'e wyngerts wei en skaekten elk in jonge frou. Doe trieken se nei Benjamin en trouden en bouden elk in hûs en namen elk in fiks stik lân - der wie mear as genôch foar elk - en setten har nei wenjen. Sa wiene der dochs noch tolve stammen yn it lân fan Israël en it hiele leger triek út Silo wei nei hûs, elk nei syn stam en syn eigen stêd.

De freeslike oarloch wie oer; de sûnde fan Gibea wie soend yn streamen bloed, de stam fan Benjamin wie omtrint fordylge, mar de sûnde libbe noch like goed yn 'e herten fan it folk. En hwat Mozes sa graech woe en hwat er it folk sa faek ynskerpe hie, dat hja in hillich folk wêze moasten, dêr't wie it noch fier fan ôf.

Ehud

IT WIE NOU AL WER JIERREN NEI DY wrede boargeroarloch: yn it stamgebiet fan Benjamin groeide in nij geslacht op, minmachtich noch, mar jong en krigel, de bernsbern fan dy seis hûndert rûge keardels fan 'e rots fan Rimmon. En net al linne yn Benjamin wie alles oars, mar ek by de oare stammen. Nou kamen de âldsten fan it folk net mear gear to Mizpa, nou skriemden se net foar de Heare by de tabernakel to Silo, nou trieken gjin forgrime striders mear op om in sûndige stêd to bannen - nou stjûrde de fijân syn binden troch Juda en Benjamin en plondere de skuorren yn it lân fan Efraïm.

Al lange jierren siet de kening fan Moab, Eglon, op 'e troan yn Jericho en oan 'e greate wei fan Jericho nei de bergen, by it lytse doarpke Gilgal, stiene syn goade-bylden. Elk jier op 'e nij brochten se dy machtige kening in swiere skatting op: fruchten en sulver en fan it bêste fé en as it net op 'e tiid wie, dan kamen syn soldaten en holpen harsels en fomielden noch mear as se mei-namen. En elk jier waerden de boeren earmer, elke simmer wiene de keppels lytser, elk jier moast der

wer mear opbrocht wurde. Dit wie it achttjinde jier nou al en de fordrukking waerd sa slim, dat it hast net mear to dragen wie.

It wie eigen skuld dat it sa gyng yn Israël. It like wol oft hja Gods folk net mear wiene: oeral rikken de alters foar de Baäls en elk doarp suver hie syn asjeara, in houten byld ta eare fan 'e goadin Astarte. Op 'e hillige feesten to Silo kamen hast gjin minsken mear, mar yn 'e soele simmernachten fierde it jongfolk syn wylde feesten ta eare fan Astarte. De tsjinst fan 'e Baäls wie oars al slimmernôch, mar hwat der sokke nachten barde ûnder de donkere rûzjende beammen, dat wie noch helte minder; it hiele lân waerd der troch ûnthillige.

Fansels wie dat sa mar net yn-ienen kommen; stadich-oan wie it bigoun yn Jozua syn tiid al en nei syn dea wie it al minder wurden. Der wiene noch wol minsken dy't de Heare trou bleauwen en dy't noait in offer baernden foar Baäl of Astarte, en dy warskôgen ek wol, mar it folk harke net nei har lûd. Hoe soene se ek nei minsken harkje, as hja sels fan God net om sizzen

joegen? Yn it bigjin fan 'e ôffal, doe't Jozua noch net lang wei wie, wie de Heare sels delkommen en hie it folk warskôge. As hja har net bikearden, dan soe Er har yn 'e macht fan 'e heidenen jaen, hwaens goaden hja sa iverich tsjinnen. Dat hiene se har doe wol nei nommen, de mannen fan Israël en hja hiene wakker skriemd en dien mar it wie al gau wer forgetten en it waerd al slimmer oan. Doe wie de straf kommen. De kening fan Mesopotamië stjûrde syn legers en fordrukte Israël jierren lang. Doe, yn dy bittere need, hiene se wer om 'e Heare tocht en ta Him roppen om help en yn syn genede hie er har in forlosser biskikt, Othniël, de soan fan Kenaz, in man út Juda. Dy hie it folk oproppen ta de striid en de fijân it lân út reage en noch lange jierren nei-tiid hie er har foarman en Rjochter west. Yn syn dagen hiene se doe de Heare tsjinne, mar nei syn dea gyng it al gau wer forkeard en waerd it slimmer as ea to foaren.

En doe wie Moab opsetten kommen, it lytse, fûle Moab, yn boun mei Ammoniten en Amalekiten en hie Israël forslein en Jericho biset. Faeks hiene se de ynfal keare kinnen as alle stammen meiïnoar stien hiene, mar it like wol oft Israël net ien folk mear wie. Juda hie genôch oan himsels, mei de Amalekiten oan syn sudergrins mar de noardlike stammen, dy't gjin lêst fan 'e fijân hiene, stieken gjin hân út om to helpen. En sa wie it kommen dat Eglon fan Moab syn troansit hie yn Jericho, in heidensk kening yn it lân des Heare en dat hja him jier op jier de skatting brochten. Mar nou koene se hast net mear; nou wiene de boeren earm en de skuorren leech en yn dizze uterste need rôpen se wer ta de Heare. Hja brieken de Baäls-alters ôf en kappen de asjeara's om en oeral rikken wer de offers foar de Heare. Hja wisten wol, dat hja syn help en seine net fortsjinne hiene, mar lykwols rôpen se en skriemden se om útkomst. En ek dizze kear rôpen se net om 'e nocht: noch ear't hja it sels wisten biskikte God har in nije rjochter.

Hy wie in man út Benjamin, Ehud de soan fan Gera, en gjin ien wist better as hy hoe slim it der foar stie yn Efraïm en Juda. Nou al in jier of hwat oanien hiene de âldsten him opdroegen om de skatting op to heljen en nei Jericho to bringen. Sels hie et de bêste bisten útsocht út 'e keppels, sels foardere er it sulver en de moaiste fruchten en mei de dea yn it hert brocht er elke kear op 'e nij de bút nei Jericho. En elke kear as er foar de kening stie en démoedich frege oft it Syn Majesteit bihage it ‘geskink’ fan de stammen oan to nimmen, baernde de gleone haet yn syn hert. Hy koe him wol forgrieme, dy greatske kening, sa't er dêr siet yn syn hege stoel, breed en swier en fet yn syn bûnte mantel. Mar hwat soe hy, in man fan Benjamin, sûnder wapens, yn 'e keningsseal dêr't de tsjinners gjin each fan him ôf hiene? Ja, hy wist hwat it wie, yn 'e macht fan 'e fijân to wêzen, en gjin ien fan syn stam woech dy skande swierder.

Mar hy wist ek, dat der dit lêste jier hwat foroare wie yn Israël. Hy wist dat syn folk wer bidde koe, hy wist dat it de Heare wer socht en hy wist ek, dat der genôch jonge keardels wachten op in oprop ta de striid. It stie nou mar allinne mear oan in lieder, oan in man dy't foargean doarst en dy iene, dat soe hy wêze. Gjin preester hie it him opdroegen, gjin ingel hie him roppen, mar djip yn syn hert wie er wis, dat hy it dwaen moast. It soe in swier stik wurde, mar hy leaude dat God him helpe woe.

Lang hie er der oer nei tocht hoe't er it bêste de fijân oanfalle koe. Miskien, as er yn Benjamin en Efraïm boaden omstjûrde, dat it folk nei de wapens gripe soe en by him komme, mar Jericho wie sa ticht by, dat der wie in bult kâns, dat Eglon syn

Moabiten har oerfalle soene, lang foar't dat boere-leger fan sines ré wie ta de striid. Mar as it him slagje soe om de kening sels to deadzjen, ûnforwachts, dan soene de fijannen sa gau net witte hoe't se soene; it soe in moai skoft duorje ear't der in nije kening kaem út Moab wei en yn dy tuskentiid koe hy mei syn mannen de oanfal weagje. Hja soene ek gauwer komme as hja wisten dat de kening dea wie en alles to Jericho forslein en yn 'e war.

Doe't dat jiers de âldsten him fregen oft er wer de skatting bringe woe, stie syn bislút fêst. Noch ien kear soe er dy reis nei Jericho dwaen en mei eigen hân soe er de tyran deadzje. It wie gjin moai wurk en hy soe leaver úttein wêze mei in machtich leger, mar it koe net oars; it gyng om

syn folk, it gyng om 'e eare fan Israëls God. Hy leaude ek fêst dat it him slagje soe. En as it al oars út kaem, as hy by dy dryste oanslach stjerre soe, dan wie de dea altyd noch better as dizze skande. Achttjin jier ûnder Eglon - mar dit waerd de lêste reis.

To-mûk makke er alles klear foar de oanslach. Hy naem in lange dolk en slipe dy oan beide kanten; dat deadlik wapen gaspe er, ûnder de klean, op 'e rjochterheup. It kaem goed út dat er lofts wie, lyk as mear lju fan syn stam; net ien soe der erch yn hawwe as er by de kening de lofterhân ûnder de mantel hie. Hja hiene in goede reis mei de machtige keppel en de lange rige dragers en doe't alles oer wie, gie er gewoan mei de oaren fuort. Strak soe er weromkomme en allinne syn slach slaen.

Hy brocht syn maten oan 'e goadebylden by Gilgal ta en troch de wachtpost fan 'e Moabiten. Doe sei er, dat hja sûnder him mar fierder gean moasten, hwant dat er noch hwat mei de kening to bipraten hie. It wie yn 'e middei doe't er foar de twadde kear by it hûs fan 'e kening kaem. Eglon siet net mear yn 'e wide keningsseal, mar boppe yn 'e dakkeamer. Dêr siet er middeis faek as it hyt wie yn 'e djippe delling fan 'e Jordaen en yn 'e broeiske strjitten fan 'e palmstêd. In pear fan syn tsjinners wiene by him.

De wachten, dy't Ehud lang al koene fan syn reizen mei de skatting, lieten him daliks troch en wiisden him nei de brede trep. Gjin ien hie erch yn it wapen dat er ûnder de mantel droech. Hy roun rêstich nei boppen; net ien seach him oan dat er hwat fan doel wie. Op it dak, in ein fan 'e keamer ôf dêr't de kening siet, bleau er earbiedich stean. Eglon knikte, dat er sprekke mocht.

‘Ik haw jo allinne hwat to sizzen, o kening.’

De kening wonk en al de tsjinners gyngen de keamer út en de trep ôf nei ûnderen ta. Biret kaem Ehud nei foaren. Nou stie er flak foar syn fijân. Stil siet er dêr, de kening, machtich en swier en fan syn hymjen tilde de bûnte mantel. Hy moat oerein tocht Ehud, sa kin ik him noait goed reitsje.

Hy bûgde en spriek: ‘Ik haw in wurd fan God oan jo.’

De kening suchte. Nou moast er ek noch oerein yn 'e hitens. Hwant sels in kening kin net sitten bliuwe as er in boadskip kriget fan in god. Hy klamme de hannen om 'e leuning fan 'e stoel en hyste himsels omheech. Hwerom sei dy Israëlyt nou neat? Hwerom taeste er mei de lofterhân ûnder de mantel? Hie er in brief miskien, dat er foarlêze moast? En doe seach er it. Ehud skuorde it mes út 'e skie en stiek it mei alle macht yn it grouwe liif fan 'e kening. Hy seach him fallen. Eglon hie net ienris tiid mear to roppen...

Ehud roun nei de doar fan 'e keamer. Syn hert bounze fan wylde blidens, mar hy moast kalm bliuwe, oars soe alles noch mislearje. Hy die de doar ticht en yn it slot en gyng koelbloedich de treppen ôf. De wacht by de poarte liet him troch en al de strjitten troch twong er himsels om stadich to rinnen. Earst doe't er in ein bûten de poarte fan 'e stêd wie sette er de hannen yn 'e side. Troch de gleone middei roun er, sa't er noch noait yn syn libben roun hie..

Yn it keningshûs wachten de tsjinners earbiedich, dat har hear har roppe soe. It joech gjin foech dat hja sûnder freegjen yn 'e keamer kamen. Miskien hie er to waerm west, of mûglik tocht er nei oer it boadskip fan dy Benjaminyt. Dy hie sa faek de skatting al mei brocht, miskien dat er nou in gunst frege hie.

De tiid gyng stadich foarby. De slimste gleonens fan 'e middei wie al oer en noch rôp de kening net. Op it lêst doarsten se net mear to wachtsjen. Mei in machtige houten kaei draeiden se de doar los. Earbiedich stoepen se oer de drompel. Doe seagen se it. Foar de hege stoel lei de kening dea. It wie allegearre bloed. Dy Israëlyt! Wyld sprongen se de treppen del en sloegen alarm. Mar Ehud, de soan fan Gera, wie ûntkommen en gjin soldaet fan Moab koe him mear ynhelje.

En wylst de boaden op reis gyngen nei Moab en alles yn Jericho yn opskuor wie, rôp Ehud yn Benjamin en Efraïm syn folk op ta de striid. Hja kamen út alle haest en yn in wylde stoarmrin namen se Jericho yn. It hiele leger fan Moab flechte nei de Jordaen. Mar by it iennichste plak dêr't se der troch koene, stiene de mannen fan Efraïm al klear en houden se del. Fan al

dy tûzenen wrede fijannen kaem der net ien wer thús.

Tachtich lange jierren wie it frede yn it lân fan Israël.

Barak en Deboara

AL GAU NEI DE DEA FAN EHUD foelen de bern fan Israël fan 'e Heare ôf en op 'e nij tsjinnen se de Baäls. Ek nou wer strafte God har en joech er har yn 'e macht fan in wrede en grime fijân: Jabin, de kening fan 'e Kanaäniten. Hy wenne yn it noarden fan Kanaän, to Haroseth-haggojim en hie in machtich leger; as it wêze moast koe er njoggen hûndert izeren weinen yn it fjild bringe en syn kriichsoerste, Sisera, wie noch noait forslein. Tweintich jier lang fordrukte Sisera de stammen yn it noarden en sels Efraïm wie net feilich foar syn binden. Doarpen gyngen yn flammen op, it nôt stielen se út 'e skuorren, de bêste skiep hellen se út 'e stâllen en soms fierden se bern en froulju mei yn slavernij. Neat wie feilich foar de wrede Kanaäniten en it kaem sa fier dat de wegen yn Israël forlitten leine en dy't reizgje moasten gyngen by donker, de binnepaden lâns. En der wie gjin útsjoch op forlossing mear. Hoe soene de fordrukte stammen de striid bigjinne tsjin Sisera syn izeren weinen?

Yn dizze swiere need wiene der wer Israëliten dy't ta de Heare rôpen en op him bitrouden, mar der wie net ien dy't de lieding naem en syn folk foargean doarst yn 'e striid; gjin ien dy't it swurd en it skyld opnaem en syn libben ynsette foar syn folk. Mar doe't de mânlju net doarsten en bang wiene foar de fijân, rôp God in frou: Deboara, de hûsfrou fan Lapidoth, dy't tusken Rama en Bethel wenne en dy't profetearre yn 'e namme des Heare. Under in hege palmbeam hâldde se sit-dei en oeral wei kamen de minsken by har om de Heare to bifreegjen. Mei flamjende wurden hâldde se de mannen fan Israël har sûnden foar en wekke se har op, om de Heare wer to tsjinjen. En al mear kamen der, dy't nei har harken en troch alle doarpen en stêdden fan Efraïm gyng de rop fan dizze moedige frou.

Sa kaem se ek yn 'e kunde mei in man dy't Barak hiet en dy't thús hearde to Kedes yn Naftali. Hy hie gâns ûnderfoun fan 'e Kanaäniten en om't er thús net mear feilich wie, hie er in skûlplak socht yn it suden fan Efraïm. Hy wie in fornaem man yn syn stam, sterk en moedich en hy hate de fijân fûl: krekt in man om it folk oan to fieren yn 'e striid tsjin de fijân.

Op in kear liet Deboara him roppen en spriek ta him: ‘Sa seit de Heare, de God fan Israël: ‘Gean hinne en tsjoch op 'e berch Tabor, en nim tsien tûzen man fan Naftali en Sebulon mei en dan sil Ik Sisera mei syn weinen en syn legermacht nei dy to lokje by de beek Kison en Ik sil him yn dyn hân jaen.’

Barak wie net in bang man en as it wêze moast woe er syn libben weagje yn 'e striid foar syn folk Mar koe er it opnimme tsjin in man as Sisera? Koene de boeren út Sebulon en Naftali it winne fan al dy izeren weinen? Debora sei it mar, mar wist se wol hwat hja him oplei? Wist se wol hoe bang de minsken yn Israël wiene foar de fijân? Wist se wol dat de measten net iens goede wapens hiene?

En dochs, hy koe ek net wegerje. Deboara wie profetesse en hja spriek yn des Heare namme. As hja nou sels ris mei gyng, dan soene se faeks doare, de mannen fan syn stam. ‘As jo mei my gean’, sei er earnstich, ‘dan sil ik optsjen, mar geane jo net mei, dan gean ik ek net!’

Deboara seach him oan; hy miende hwat er sei, dizze man út Naftali en sûnder har soe er wis net gean. Hja antwurde: ‘Wis sil ik meigean, mar nou sil de eare dines net wêze, hwant de Heare sil Sisera forkeapje yn 'e hân fan in frou.’ Barak bûgde de holle. Hwat hindere it, dat hysels de eare fan 'e oerwinning net krige, as syn earm folk mar frij waerd? Hy hie graech dy wrede Sisera mei eigen hân deadzje wollen, mar it fornaemste wie, dat Sisera falle soe! En Deboara, Gods profetesse, gyng mei him nei de Tabor! Nou wist er, dat Israël winne soe!

Sa stil en sa fluch as it koe, rôp Barak de mannen fan Sebulon en Naftali op en by nacht en ontiid, troch bosken en bergen, trieken se op nei de machtige Tabor, dy't steil en heech boppe it flakke lân fan Jizreël stie. It duorre net lang of yn it tinte-

kamp op 'e berch leine tsien tûzen man. It wie in wûnder, nei al dy jierren fan fordrukking en it like hast, as hiene se der op wachte, dat Bara,k har roppe soe.

Sadré't Sisera, de kriichsoerste fan 'e Kanaäniten, hearde dat Barak in leger byinoar hie op 'e Tabor, rôp er syn eigen leger op en triek oer de flakte fan Jizreël nei de Tabor ta. Al syn soldaten naem er mei en al syn hynder-en-weinen en mei de hiele mannemacht triek er oer de beek Kison. Bytiden, as it tige reind hie, wie de Kison in wylde stream en wie it net maklik om der mei hynders en weinen troch, mar nou, yn 'e droege simmer, wie it in smelle ûndjippe beek. Ûnder oan 'e berch stelde Sisera syn leger op. Fansels koe er mei syn weinen de berch net op, mar ien kear moast dy Barak nei ûnderen komme en dan soe er dat boere-leger fordylgje. En nei de 81ach, as de oerwinning bihelle wie en it leger fan Barak forplettere, dan soene se Naftali en Sebulon straffe foar dizze drysse opstân: de doarpen soene se forbaerne en de keppels rôvje en de froulju fan Israël soene se nimme ta slavinnen. Dan soene alle stammen witte, hwa't Sisera wie, de kriichshelt fan Kanaän - Ja, hy mocht komme, dy Barak, as er doarst!

It wie op in iere moarn, dat de profetesse Deboara in Godswurd krige en it oan Barak troch joech: ‘Jow dy op, hwant dit is de dei, dat de Heare Sisera yn dyn hân jown hat. Sjoch, de Heare sels sil foar dyn antlit útgean.’

Doe joech Barak syn mannen bifel en yn 'e ljochte moarn risten se har ta de oanfal rê. Mar noch ear't se klear stiene, yn lange rigen, de bleate wapens yn 'e fûst, biroun de Ioft. Oer de bergen hinne kaem in ûnwaersbui op en dreau de kant út nei de flakte, dêr't it leger fan Sisera lei. ‘De Heare sil foar dyn leger útgean,’ hie Deboara sein. Hwa soe noch bang wêze, nou't God sels yn fjûr en tonger de fijân tomjitte triek? Doe gyngen op 'e berch de bazunen en bliezen ta de oanfal en de mannen fan Barak stoarmen nei ûnderen ta. Al wylder en wylder gyng it, der wie gjin hâlden oan en as in lawine foelen se oer de Kanaäniten hinne. De skrille hynders waerden kjel en sloegen op 'e rin en it waerd in wylde panyk. It duorre net lang; doe wie de legermacht fan Sisera op 'e flecht, en boppe it daverjen fan weinen en hynders knettere de tonger. De mannen fan Israël koene net bybliuwe en it like wol as soe de fijân har ûntkomme.

Mar doe wie de bui flak boppe it flechtsjend leger en sa mar ynienen foel de stjelprein del. It wie oft de sé oer it lân gyng en de droege groun koe it sa gau net forswolgje. Op plakken stie de flakte blank en dêr't earst de moude yn wolken omheech gyng, rieden nou de swiere weinen fêst yn it sûgjend slyk. Mei greate muoite kaem it diel fan 'e weinen by de Kisonbeek. Mar ynplaets fan in smelle, kalme beek, like de Kison wol in wylde berchstream. Hja moasten der troch, hwant achter har kaem Barak mei syn leger, mar weinen en hynders waerden meisleept en Sisera syn helten fordronken. En oan-ien-wei droane de tonger en rûze de rein en klettere de hagel op it faeije leger del. Dy't net omkamen troch it ûnwaer, waerden delhoud troch de Israëliten.

Barak sels wie mei foar-oan. Hja founen de wein fan Sisera, fêstriden yn 'e weake groun, mar de fjildhear sels wie der net mear by. Dus hy wie rinnende flechte. Hwat in skande foar sok in kriichshelt! Hwêr soe er keard wêze? En dat wurd fan Deboara keam Barak wer yn it sin: ‘De Heare sil Sisera forkeapje yn 'e hân fan in frou’. Hy rôp in mannich fan syn mannen en gyng werom om Sirera to sykjen. Hy woe witte, hwa't de frou wie, dy't syn fijân deadzje soe.

Net sa fier fan it slachfjild ôf hie in Kenite-stam de tinten opset. It wie in hiel apart folkje en hja wiene gjin Israëliten, al wiene se doedestiids mei Israël nei Kanaän tein. En krekt as yn 'e âlde tiid, doe't har âffears yn 'e woastine forkearden, wennen se ek nou noch yn tinten. Hja soene it net úthâlde kinne yn in stiennen hûs, dizze frije nomade-stam; hja moasten de tinten ris wer oprôlje kinne en earne oars hinne swalkje.

Yn dizze oarloch tusken de Kanaäniten en Israël diene se net mei; hja holpen gjin ien fan beide partijen en nimmen foel har lestich. Nei dit tintedoarp flechte Sisera. Gjin-ien soe him sykje by dy Keniten, dy't ommers net yn oarloch wiene. It wie wol net sa't it hearde, hwant de Keniten woene frij bliuwe en net ien partij bigunstigje,

Hja founen de wein fan Sisera, fêstriden yn 'e weake groun...

mar hwat lette dat? Gjin-ien soe him de tagong wegerje as er it frege mei it swurd yn 'e fûst!

Yn it tinte-doarp wiene de mânlju net thús en Jaël, de húsfrou fan Heber, de lieder fan 'e stam, stie yn 'e doar, doe't Sisera der oan kaem. It like net folle op 'e greate kriichsman, sa't er dêr oankaem, wurch en ûnder it slyk, mar Jaël koe him wol oan syn gong en syn klean. Hja bigriep wol, hwat Sisera woe. Wyld gyngen de gedachten har troch de holle. Hy mocht net skûlje yn it doarp, dan soene de Israëliten komme en alle tinten trochsykje en dat lieten de frije Keniten har net dwaen. En bûtendat, gjin frou fan dizze wylde swalkers soe in man opnimme yn har tint, as har man fan hûs wie. Soe se it tsjin Sisera sizze? Mar hwat joech sok in wreed soldaet om it wurd fan in frou? Hy hie al sa folle froulju ûngelokkich makke, dy Kanaänyt. Goed, as er dan komme woe yn Jaëls tint, dan soe se him ûntfange, mar oars as er miende! Mar ien koe yn Jaëls slieptint komme, Heber, har eigen man, en de frjemde dy't der yngyng, dy kaem der net libben wer út... Hja roun op Sisera ta en wonk him. ‘Wyk yn, myn hear, wyk yn, en wês net bangl’ Sa gyng Sisera, de kriichsoerste, de slieptint fan Jaël yn. Wurch en yn 'e ein liet er him falle op har bêd en sels smiet se in tekken oer him. ‘Jow my wetter’, hime er, ‘hwant ik forgean fan toarst’. Redsum makke se in learen sek iepen en joech him molke. Hy dronk mei greate swolgen. Doe joech er him del en dêrmei foel er yn 'e sliep. De greate Sisera wie rêdden! Hwat hindere it, dat om him de stam fan Heber de frede briek? Hwat hindere it him, dat Jaël har man noait wer yn 'e eagen sjen doarst? Hy sliepte en Jaël moast it mar mei har man forprate as dy thúskaem en hy foun in frjemd yn 'e frouljustint! Noch ien kear seach Jaël nei him en yn har swarte eagen gloeide de hate. Der wie mar ien wei op: mei eigen hannen soe se him deadzje! Noait soene de minsken fan Heber syn hûsfrou sizze, dat hja frjemde gasten ynnaem as har man net thús wie. Biret naem se in skerpe tint-pin en in swiere hammer; doe bûgde se oer de sliepende fjildhear en sette him de pin op 'e sliep fan syn holle. Har hân trille net, doe't se mei fûle slaggen, de pin troch syn holle hammere. Hja sloech him fêst oan 'e groun fan 'e tint. Under har hannen stoar er... Hja wie noch mar krekt de tint út, doe't Barak der oan kaem. ‘Kom’, sei se koel, ‘en ik sil jo de man wize dy't jo sykje.’ Doe sloech se it kleed fan 'e slieptint iepen en Barak seach syn fijân lizzen, kâld en stiif, fêstklonken oan 'e groun. Nou wist er hwat Debora bidoeld hie, doe't hja sei dat hy de eare fan 'e oerwinning net ha soe mar dat Sisera falle soe troch de hân fan in frou. It wie syn eigen skuld. As er doe daliks gien wie en net wegere hie om sûnder Deboara to gean, faeks wie alles dan hiel oars kommen.

Mar Sisera wie dea en Israël wie frij, en dat wie it iennichste dat der op oan kaem. Noch dyselde jouns song er mei Deboara it oerwinningsliet dat hja makke hie. De lêste rigels wiene:

> ‘Sa moatte omkomme al jins fijannen, o Heare.
> ‘Mar dy't Him leavje, sille wêze as de sinne, dy't opkomt yn har macht.’

Gideon

IT WIE WER KREKT GIEN AS ALLE foarige kearen: salang't de rjochter libbe, tsjinne it folk de Heare, mar doe't de profetesse stoar en ek Barak der net mear wie, joegen

se har op 'e nij ta de tsjinst fan 'e Baäls. En ek dizze kear folge op 'e sûnde de straf: sawn jier lang joech God har yn 'e macht fan 'e Midianiten.

It wie in wyld nomade-folk, dy Midianiten, dat libbe fan rôf en dat syn thús hie yn 'e wide woastine East fan Kanaän. In swier en heukerich libben hiene se yn dy toarre oarden en fan tiid ta tiid fleach it har oan en diene se in ynfal yn in grien en fruchtber lân, dêr't folop iten wie en foer foar de kamielen. Nou sawn jier lyn hiene se foar it earst yn Israël west en sûnt wiene se elk jier weromkommen. Hja kamen opsetten krekt ear't de fruchten ryp wiene en sloegen de tinten op yn in fruchtbre flakte; alles ieten se keal, it lêste stik fé hellen se út 'e stâl en de lêste skeaf weet stielen se út 'e skuorre en as alles op en wei wie, dan rôllen se de tinten op en trieken nei in oar plak. En der wie gjin

ien dy't har keare koe, net ien dy't de striid tsjin har oandoarst. Sadré't hja har nei wenjen setten, earne yn Israëls lân, rounen de doarpen leech en flechte it lânfolk nei de bosken en de bergen en koene se har gong gean. Dat elk jier kamen se wer mei de hiele macht fan mânlju en froulju, fan bern en slaven en mei alle kamielen dy't se hiene. De lange simmer bleauwen se yn Israël en net earder as de winter kaem, as der neat mear to heljen wie, trieken se wer fuort nei har toarre woastynlân. En dêr't hja west hiene, wie alles fornield en forbaernd en bleau it folk achter, earm en bleat en sûnder winter-tarring.

Nou wie it dan de sawnde simmer en dit jier kamen se machtiger as oait to-foaren; hiele keppels Amalekiten en oar wyld folk kaem mei oer de Jordaen. Sa machtich wiene se, dat de flakte fan Jizreël, dêr't hja it earst it kamp opsloegen, wie swart fan har donkere tinten.

Yn dy tiid wenne der yn it stedtsje Ofra yn Manasse, in rike boer, dy't Joas hiet. Hy wie de hear fan 'e stêd en wie tige yn oansjen by de minsken. Mar al wie er dan in wichtich man to Ofra, hy wie ek wer net allinne baes en hy koe net altyd sa't er leafst woe. Jierren lyn al, hiene de mannen fan 'e stêd him oan west om in Baäls-alter en dat hie er doe boud, in ein bûten de stêd, ûnder in âlde hillige beam. Hy woe it leaver net, mar sokke tiden koe er net tsjin it folk op en joech er to gau bilies en de minsken seine, dat it mar goed útkaem dat hja in alter krigen hiene, hwant de Baäl paste goed op har en al dy sawn jier hiene de Midianiten net yn har stêd west. Hja woene dat alter en de houten asjeara foar gjin-noch-sa-folle wer misse.

En it wie sa, as men neffens oare plakken rekkene, dan hiene se hjir to Ofra net to kleijen, mar Joas leaude der neat fan, dat dat fan Baäl kaem. As Baäl dan wier sa machtich wie, hwerom hie er dan net better op syn soannen past? Fikse, feardige keardels wiene it, doe't hja dy deis op reis gyngen nei Tabor, mar allegearre wiene se fallen troch it swurd fan 'e Midianiten. Neat hiene se dien tsjin de fijân, - hwat soene in mannich boeren ek bigjinne tsjin sok in leger? - en lykwols hiene se har wreed formoarde. Dat forgeat er noait wer, Joas, en hy moast iderkear wer tinke: soe dat nou de straf wêze, dat ik Baäl in alter boud haw en dat wy hjir to Ofra de Heare forgetten hawwe? Net lang lyn hie der ek in profeet yn 'e stêd west, in godsman dy't it hiele lân ôfswalke en dy hie sein dat it neat gjin wûnder wie dat de fijân Israël bineare: in folk dat syn God en Heare forgeat en de ûnreine goaden offere, fortsjinne gjin better lot. Dat godswurd hie Joas him tige nei nommen en hy woe wol, dat er dat Baälsalter noait oprjochte hie. Mar nou stie it der ien kear en nou woe it folk fan 'e stêd it net misse. Der wiene oars al plakken dêr't de minsken de alters fan Baäl hrieken en wer ta de Heare rôpen om forlossing. Joas hope mar, dat it helpe mocht en dat der in rjochter opstie, dy't it folk oprôp ta de stiid. Sels wie er to âld om mei, mar syn jongste soan, Gideon, wie der ek noch. Dy wie jong en sterk, krekt as syn bruorren dy't formoarde wiene by de Tabor en hy hate de Midianiten fûl. Mar fansels, hja hoegden net op in rjochter to hoopjen; sok in leger as de Midianiten hiene, dêr wie dochs gjin fjochsjen tsjin...

Op in moarn wie Gideon, de soan fan Joas, drok oan it wurk by de wynparse. It wie yn 'e foarsimmer en noch lang gjin tiid om de druven to rispjen, mar hy sloech weet út en forburch it yn 'e parse. As de Midianiten dan al kamen en alles leechstielen, dan soene se, sa ier yn it jier, wol net yn 'e wynparse sjen. Hy skamme him suver,

Gideon, dat it sa moast: stellener-wize sloech er in mannich skeaven út en it wie dochs earlik har eigen, groeid op har eigen lân. Dit wie al oars as yn earder tidenl Doe wie it terskjen in feest en lei hiel de wide terskflier fol swiere skeaven en sjongend swaei den se de flaije. Doe wiene syn bruorren der noch by... O, as er doarst, dan soe er nei it swurd gripe en har bloed oan dy Midianiten wreke. Sèbah en Salmuna hieten de oanfierders fan 'e binde dy't har formoarde hie. Dy nammen forgeat er net wer! En doe ynienen sei in stim, ticht by him: ‘De Heare is mei dy, dû sterke helt.’ Forheard seach Gideon op. Flak by him, ûnder de greate terpentynbeam, siet in man dy't er noch noait earder sjoen hie. En hwat in frjemde groetenis: dû sterke helt! En dat tsjin him, dy't it weet fan syn heite lân forburch yn 'e wynparse!

‘Och, myn hear’, sei er, ‘as de Heare mei ús is, hwerom binne dizze dingen ús dan oerkommen? Hwant de Heare hat ús forwurpen en ús yn 'e hân fan 'e Midianiten jown.’

De frjemdling antwurde: ‘Gean hinne yn dizze krêft en forlos dyn folk út 'e hân fan 'e Midianiten. Bin Ik it net dy't dy stjûr?’ En mei-ien wist Gideon it: dit is net in reizgjend godsman, it is gjin minske, mar in ingel út 'e himel. Earbiedich sei er: ‘Och, myn Hear, hoe soe ik Israël forlosse? Myn geslacht is it lytste yn it lân fan Manasse en ik bin de jongste yn myn heite hûs.’

Doe riisde de Heare - hwant Hy wie it sels - omheech en kaem op Gideon ta. ‘Omdat Ik mei dy weze sil, dárom silstû de Midianiten slaen’. Gideon waerd suver kjel. Wie dit dan ek gjin ingel, dizze reizger yn syn wide mantel en mei in houten stêf, wie dit dan Godsels? Hy moast it witte, mar rjochtút freegje doarst er it net. As er him nou ris iten oanbea, dan kaem it fansels út. ‘Jow Jo hjir net wei’, frege er earbiedich, ‘ear't ik weromkom en hwat iten bring en it Jo foarset.’ Doe gyng er yn 'e hûs en slachte in bokje en fan in efa moal makke er in steapel ûnsuorre koeken en dat alles brocht er nei bûten, ûnder de skaedzjende beam.

It kaem sa't er tocht hie: de frjemde gast bigoun net to iten, mar sei, dat er alles op 'e rots lizze moast. Doe roerde Er mei de stêf de rots oan en ynienen sloech in hege flam út 'e stien en stiek it offer oan. Mei greate eagen seach Gideon der nei. Doe't it offer fortard wie, stie er allinne op it wide hiem; de Frjemdling wie omheech gien yn 'e offerflam.

Mar dan wie it ek wis de Heare sels. As er nou mar net sterre moast, nou't er de Almachtige sels sjoen hiel Bang en beevjend stie er dêr by it smeulend offer, mar doe kaem der in stim út 'e himel ‘Wês net bang, dû silst net stjerre.’ Op datselde plak boude Gideon in alter en brocht de Heare in tank-offer. Nou wist er dat Godsels him roppen hie ta de striid en hy doarst nou ek wol. Hy koe it him noch net bigripe dat God him útsjoen hie ta dat greate wurk en hy wist ek noch net hoe 't it moast, mar yn des Heare krêft soe er it dwaen. Hy soe stil syn wegen gean en der mei net ien oer prate en wachtsje, salang oan't God him sei hwat er dwaen moast.

It kaem dyselde nachts noch, mar it kaem hiel oars as Gideon tocht hie. De Heare sei net, dat er it folk oproppe moast ta de striid, mar Hy lei him op om it alter fan Baäl ôf to brekken en de asjeara om to kapjen en om dan de Heare in alter to bouwen, heech op it bolwurk fan 'e stêd. Ien fan syn heite bisten, de twadde bolle, dy fan sawn jier, moast er dêr offerje op it hout fan it fornielde byld. Net earder mocht er syn forlossingswurk bigjinne, as earst moast syn stêd suvere wêze fan 'e ûnreine goaden.

Op in nacht gyng Gideon der op út, mei tsien fan syn heite slaven. It like him net goed ta om it by ljochtskyndei to dwaen: de mannen fan 'e stêd soene ris yn opstân komme kinne en him hinderje by it wurk. Nou, yn 'e nacht, hie gjin ien der erch yn. Mei eigen hân briek Gideon it alter ôf en kappe er de asjeara om en doe't alles fornield wie en ûntwijd, trieken se nei it bolwurk. De slaven droegen de swiere stiennen oan en sels boude Gideon it alter; sels ek, as in preester, brocht er it bistelde offer. Lang ear't dy moarns de sinne opkaem wiene se wer thûs. Mar oer de sliepende stêd, foar it earst nei lange jierren waeiden de roken fan it offer des Heare. De oare moarns wie de hiele stêd yn opskuor en de minsken sprieken skande oer sok roekeleas dwaen. Nou soene de goaden de hiele stêd fordjerre en man foar man soene se omkomme moatte. Der wie mar ien wei op om it ûnheil ôf to kearen: de man dy't dit skandlik

stik bitocht hie, moast stjerre. Dat hja diene ûndersyk en al gau kam it út, dat Gideon, de soan fan Joas, de dieder wie. It muoide har om Joas, dat dy nou ek syn jongste soan noch misse moast. Mar it koe net oars: it wie altyd noch better dat ien man stoar, as dat de hiele stêd it bilije moast.

Yn optocht gyngen se nei it hûs fan har hear en easken Gideon op. It wie syn wurk oars om 'e skuldigen to straffen, mar dit wie syn eigen soan, dat nou soene sy der wol foar rêdde. En lûder rôpen se: ‘Leverje ús dy soan fan jowes út, dat wy him deadzje, hwant ús alter hat er brutsen en de wijde asjeara fornield.’

Ut de doar fan syn hûs kaem Joas op har

ta, mar it wie in oare Joas as dy't jierren lyn in Baäls-alter boude. Doe hie er lef west, mar nou wie er net bang mear. God sels hie syn soan roppen ta in great en hearlik wurk, dat soe hy nou dyselde soan oerjaen ta de dea? De Midianiten hiene syn soannen deadien, mar dizze lêste soan fan sines soe net stjerre! It wie al slimmernôch dat Gideon goedmeitsje moast, fannacht, hwat destiids syn heit bidoam hie!

Hy stiek de hân op en it folk waerd stil. ‘Dus’, sei er strang en sa lûd dat elk it hearre koe: ‘dus jimme pleitsje foar Baäl? Nou dan, dit is myn antwurd, en wit dat ik jimme hear en rjochter bin: al hwa't foar Baäl yn 'e pleit giet, sil dizze moarn noch stjerre. As er dan wier sa'n machtich god is, Baäl, lit him dan sels foar syn eare opkomme en lit him sels myn soan Gideon deadzje. Mar net ien fan jimme sil in hân oan him slaen.’

En nei dy strange wurden wie der fan al dy roppers net ien, dy't noch in mûle iepen dwaen doarst. Nou't hja hearden dat Joas it mei de Heare hâldde, nou wiene se ynienen ek net sa fûl mear foar Baäl. Joas hie gelyk, de goaden moasten sels mar op har alter passe! En as hja dat net ienris koene, nou dan soe it mei dy straffen ek wol hwat ta-falle.

Doe't hja letter seagen, dat der Gideon neat oerkaem en dat Baäl him net sloech mei syn tonger, de hiele wike net, doe leaude gjin ien yn 'e stêd fan Ofra mear oan 'e macht fan Baäl. It wie dúdlik dat Gideon sterker wie as Baäl en hja founen in nije namme foar him: ‘Jerub-Baäl’, dat bistjut: Baäl-mei-him-rjochtsje’. To-nei soene se dwaen hwat Gideon sei!

It wie wol in machtich leger, dêr yn 'e flakte fan Jizreël; hwa't fan 'e hege heuvel Moré it noarden en westen ynseach, koe oars neat sjen, sa fier't de eagen gyngen, as har swarte tinten op it griene lân. De froulju en de bern hiene se mei en minsken en kamielen wie gjin tellens-ein oan. It soe net lang mear duorje, dan wie yn dizze fette flakte alle iten op en soene se wer fierder tsjen en earne oars del strike, in fornielende swerm sprinkhoannen yn it bloeijend lân.

En fier-ôf noch, earne by de Karmel-bergen yn it westen, lei it leger fan Gideon. In dei of hwat lyn wie de geast des Heare oer him kommen en hie er syn boaden útstjúrd om it folk op to roppen ta de striid. It alderearst wiene de Abiëzriten kommen, syn eigen geslacht, mar ek út de oare stêdden fan Manasse, út Sebulon, út Naftali en Aser, kamen de sterke jonge kearels opsetten om mei to helpen. Sa lang al hiene se har hate en wrok forkroppe, nou wie de kâns der en dit lieten se har net ûntkomme! Der wrene meiïnoar sa'n twa-entritich tûzen man, in hiel leger foar dy tiid, en Gideon wie der tige bliid mei. It wie him in teken dat der hwat foroare wie yn Israël en dat it folk wer moed en hope hie. Mar hoe great it leger ek wie, by de fijân dy't alles mei alles fier oer de hûndert tûzen sterk wie, foel it alhiel wei.

Soms tocht Gideon: as de Heare net in wûnder docht, dan winne wy it noait. En op in joun, ear't er optriek, de fijân yn 'e mjitte, rôp er jitris de Heare oan. It wie net dat er twivele oan Gods bilofte; hy sei net: ik kin net, mar earbiedich frege er: ‘Heare lit my sjén, dai it kin, doch in teken. As ik fan nacht dit skieppeflues op 'e groun liz, jow dan, dat der dauwe falt allinne op it flues en dat de flakte droech bliuwt.’ De oare moarns bitiid wie er al wekker en hastich sette er it lân út. It gêrs wie droech, sa fier't er sjen koe en fol spanning bûgde er him oer it flues. It wie trochwiet en hy wrong der in skael fol wetter út. Hy wie tige bliid, mar it barde dochs wol ris faker dat it op it iene plak dauwe en in ein fierder net. ‘Heare’, smeke er, ‘lit jins grime

net oplôgje, dat ik jitris sprek en it noch ien kear bisykje mei ditselde flues. It is net, dat ik Jo net leau, mar lit nou dizze nacht it flues allinne droech bliuwe en jow dat hiel de flakte wiet is fan dauwe'.

En wer, de oare moarns, roun Gideon troch it lân en oan syn waerme fuotten fielde it gêrs kâld en wiet. Suver as hie it reind en roun er troch it wetter, sa wiet wie alles Soe nou dat iene smelle flues droech wêze yn dizze sê fan dauwe? Hy taestte der nei en it hert tilde him fan blidens; it flues wie droech! Nou wist er dat de Heare mei him wie en him yn alles helpe woe...

Dyselde moarns noch rôllen se de tinten op en gyngen op mars, de kant út nei de fijân. Op 'e heuvel Moré sloegen se it legerkamp op. Hy fornaem wol, dat mannichien fan syn mannen sa moedich net mear wie as

earst. Nou't hja dêr yn 'e fierte dat leger fan 'e fijân seagen, waerden se twivelich. Gideon sels wie net bang. God soe him helpe, mar hy hope al dat it net lang mear duorre. As hja hjir lang lizze moasten, koene der wolris guon fan syn mannen fuortgean. En syn leger wie al neat to great.

Mar dy deis kaem it wurd des Heare ta Gideon: ‘Der is to folle folk by dy. Sa sil Ik de Midianiten net yn dyn hân jaen, hwant Israël mocht ris miene dat hja út eigen krêft de fijân slein hiene en tsjin My opsprekke. Dat gean hinne en rop yn it leger om, dat elk nei hûs gean mei dy't bang is en tsjin de striid oansjocht.’

Mei in swier hert joech Gideon de trompetters de opdracht om it kamp troch to gean. As der nou mar net to folle fuort gyngen; de oermacht wie al greaternôch! En doe seach er se gean: by tsienen earst en doe by hûnderten en op it lêst by tûzenen trieken se fuort. Der bleauwen fan syn twa en tritich tûzen mar tsien tûzen oer. Hy koe it him net bigripe. Wiene se dan sa bang, dy jonge, sterke keardels? Wie dit nou Gods eigen folk? Tsien tûzen! Mar nou wist er to-minsten dat er op syn leger oan koe! Dizze tsien tûzen, dy doarsten alles oan! En dêrmei hearde er op 'e nij de stim des Heare: ‘Der binne noch to folle, Gideon. Lit it hiele leger nei it wetter gean, ûnder oan 'e heuvel en dêr sil Ik se skiftsje. Set apart dy't har delfalle litte en de mûle yn it wetter stekke en set ek apart dy't op 'e knibbels lizzen gean en wetter mei de hân opskeppe’.

En wer die Gideon hwat de Heare him oplein hie. Hy bigriep it net. Wie syn leger al net fiersten to lyts? Mei klopjend hert siet er by it wetter en seach de mannen kommen, de heuvel del. As it nou mar net heal om heal wie, safolle koe er net misse. It foel him dochs noch ta: der wiene trije hûndert dy't de hite holle yn it wetter stieken en al de oaren hiene it wetter yn 'e holle hân opskept. Dus dy njoggen tûzen sawn hûndert hâldde er oer! Spitich, dat dy trije hûndert net mei mochten; der wiene gâns fikse keardels by en forskate út syn eigen geslacht. Mar God hie it sa oplein; it wie syn skuld net, dat er har fuortsjûre moast! En doe wie it as krige er in slach foar de holle. Hwant út 'e himel wei kaem de stim des Heare: ‘Mei dy trije hûndert sil Ik de Midianiten yn dyn hân jaen; nim har mei en lit al dy oaren gean!’

O Heare, tocht Gideon, hwat sil ik mei trije hûndert man tsjin Midians tsien-tûzenen? Hwerom moasten der twa en tritich tûzen komme, as der mar trije hûndert mei mochten? It wie net maklik om rjochter to wêzen oer Gods folk! Dreau dan de hege Heare de spot mei dy't him tsjinnen?

Dyselde jouns noch liet er se gean: allinne de trompetten dy't se hiene en it iten, dat se nou net mear hoegden to brûken, bleau efter yn it lytse kamp. En dochs, doe't se allegearre fuort wiene, wie it krekt as krige er op 'e nij wer moed. Hy koe it net winne, mar de Heare soe in wûnder dwaen. Hy moast alles oerjaen en wachtsje...

En hy wachte net om 'e nocht, de rjochter Gideon. Hwant dyselde God dy't him de oerdeis Ihast syn hiele legermacht ôfnommen hie, spriek him de lette jouns wer oan om him moed to jaen en syn leauwe to bisterkjen ‘Gean der ôf’, sei de Heare tsjin him, ‘en nim dyn feint, Pura, mei en gean nei it legerkamp fan 'e fijân en harkje hwat hja dêr to sizzen hawwe en dan sille dyn hannen sterk wêze en noch dizze nacht sil ik de Midianiten yn dyn hân jaen.’

Daliks riisde Gideon oerein. Dus dizze nacht soe God him de oerwinning jaen! Mei trije hûndert man tsjin dat leger fan fijannen. En hwat soene dy rôvers him to sizzen hawwe, dêr yn it kamp yn 'e flakte? Wol in wûnderlik God wie de Heare, dat Er him nei de fijân stjûrde om treast en bimoediging!

Hy sloech de mantel om en rôp syn tsjinner, Pura. Swijend rounen se de heuvel del nei it tintekamp, dêr't de kriichsmacht fan Midian lei. It wie net ienris sa'n machtich great kamp, mar hjir leine de bêste striders, dy't de oaren biskermje moasten; dy leine de hiele wide flakte oer forspraet sûnder wachters noch neat. As it him slagge dizze earste ôfdieling to slaen, dan wie it hiele, machtige leger faei.

It kaem goed út, dat it in tsjustere joun wie en hja slaggen sûnder ûngelokken oan 'e bûtenste tinten ta. It hiele kamp sliepte al; der wie oars gjin lûd as yn 'e fierte it roppen fan in skyldwacht. Doe lieten se har oer de groun glide en gyngen stil tusken de tinten troch. As nou ien fan dy sliepers wekker waerd en alarm sloech, dan wie dit har lêste reis...

En dêrmei hearden se stimmen yn in tint flak by. Noch djipper dûkten se yn it dampe gêrs, de fûst om it heft fan 'e dolk. Waerd dit nou miskien it boadskip, dêr't God har om útstjûrd hie? Soe Gideon, de man dy't mei de Heare sels praet hie, nou in Godswurd hearre út 'e mûle fan in Midianyt? Hja hâldden de siken yn en harken. In mânljuslûd sei: ‘Ik haw in nuvere dream hawn, niist, en sjoch, in hurdbakt koarnbrea rôlle fan 'e heuvel ôf en sloech tsjin 'e tinte oan dat er omfoel en him ûnderstboppe kearde en sjoch, dêr lei de hiele tinte plat yn it gêrs.’ In oare stim sei der fuort oerhinne: ‘Dy dream wit ik de bitsjutting fan. Dat rôljende brea is oars neat as it swurd fan Gideon, de soan fan Joas, de man fan Israël. God hat de Midianiten en dit hiele leger yn syn hân jown.’

In telmannich noch leine se stil, de beide mannen, en Gideon tanke God, dat hy him hjir hinne stjûrd hie. In stil gebet wie it - dit wie nammers it plak net om lûd-op to bidden - mar de Heare yn 'e himel hearde it wol. Doe wonk Gideon syn tsjinner en stil glûpten se it kamp út. Mei greate stappen gyng it de heuvel op. Noch noait hie Gideon sa moedich west, noch noait hie er sa'n sin hawn oan 'e greate slach. Dus dat hiele machtige leger wie bang foar him; hja koene syn namme en dreamden fan syn leger. ‘It swurd fan Gideon’, hie dy rôver sein. ‘It swurd des Heare en it swurd fan Gideon’, dat soe fan nacht har striidrop wêze. En ear't it moarntiid wie soene dy heidenen witte, hoe't it swurd fan Gideon sloech!

Hy roun mei fearjende stappen; alle bangens en twivel wie fan him ôfgliden. Dizze nacht noch gyng it der op los. Hy seach alles foar him, it hiele oanfalsplan. Hja soene beare, hy mei syn trije hûndert man, dat hja in great leger wiene en hiel dy ûntelbre mannichte soe foar har op 'e flecht slaen.

Sadré't er werom wie yn syn kamp liet er de mannen roppe en joech oan elk in stiennene krûk, in smeulende fakkel en in trompet. Doe skerpe er allegearre yn hwat hja dwaen moasten. Fan trije kanten soene se op 'e fijân oanfalle, yn trije ploegen fan hûndert, dat it like oft it kamp bisingele wie. De hiele mars troch de tsjustere nacht mocht gjin ien hwat sizze; de fakkels moasten yn 'e krûken bliuwe, dat nimmen de ljochten sjen koe en fansels moasten de trompetten swije. En dan, as it tiid wie, en elk stie op syn plak, dan soe Gideon op 'e trompet blaze en dan moasten se de krûken stikken houwe en har fakkels swaeije en sa lûd as it koe har striidrop hearre litte. Fjochtsje hoegden se faeks net iens: as elk mar op syn plak stean bleau, en safolle mûglik leven makke...

It wie midden yn 'e nacht, de middelste wacht wie krekt bigoun en de mannen fan Midian hiene de skyldwachten ôflost. Der wie suver gjin lûd; allinne út-en-troch rôp in forsteurde fûgel en soms praette yn 'e tinten in soldaet yn 'e sliep. It soe gjin swiere wacht wurde, dizze kear en foar in oanfal wie it to tsjuster.

En doe ynienen, troch de hoare stilte, flak by de bûtenste tinte-rige, gyng it wreed alarm fan in trompet. En tagelyk kaem it fan alle kanten, in wylde stoarm fan lûden en oeral flammen fakkels op en oeral klonk dy driigjende rop yn 'e tsjustere nacht: ‘lt swurd des Heare en fan Gideon.’ De wachten rôpen, mar it hie gjin sin mear; har bang en inkeld lûd fordronk yn it tumult fan dy trompetten. By elk trompetter hearden op syn minst hûndert man, dat hoe great moast dan dat leger net wêze, dat yn it tsjuster oer har hinne foel? Doe smieten se de wapens fuort en rounen om har libben.

Yn it kamp wie nou alles yn opskuor. De eagen swier fan slûgens, tommelen de soldaten ta de tinten út. Oan alle kanten dounsen de flammen; oeral wie it lûd fan

roppende stimmen. En doe ynienen: hwat kreake dêr? As brieken tûzen krûken stikken... O, mar dan wie de fijân al yn it kamp, dan sloegen se nou yn 'e tinten alle potten en krûken stikken. Mar dan wie alles forlern. Bisingele wiene se, foar en efter, en oan beide siden. En yn in wylde panyk griepen se nei it swurd en draefden nei de útgong. Mar ien gedachte hiene se mear: hja moasten troch dy ring fan fijannen brekke en dan it Easten yn, de kant op nei de Jordaen. Hja stjitten op in oare troep en houden der wyld op yn. En fan oare kanten stoarmen nije ploegen oan; it waerd in waensinnich trelit yn dy tsjustere nacht en by tsienen foelen se, by hûnderten... Net ien fan dy forbjustere keardels bigriep, dat hja elkoar delhouden, dat

se mei har eigen maten fochten. En om dy fjochtsjende heidenen hinne davere oanien-wei dy wylde rop: ‘Foar de Heare en foar Gideon.’

Doe't it earste ljocht fan 'e moarntiid oer de flakte foel, wie it hiele kamp forlitten en flechte alles. De mantels smieten se út en de measten goaiden de wapens fuort. Oan 'e oare kant de Jordaen, dêr wie rêdding. Der wiene tûzenen dy't troch de rivier slaggen, mar doe't de greate klibers kamen, de slaven mei de kamielen en alles dat fierder noch yn 'e flakte lein hie, doe wie it to let. De mannen fan Efraïm, dy't by de Jordaen wennen, wiene to wapen roppen en heinden alles op. Sûnder genede houden se de fijân del; alle opkroppe grime forhellen se op dy wrede rôvers, alle wrok fan sawn lange, wrede simmers. Twa oanfierders foelen har yn hannen, Oareb en Séëb; hja kappen se beide de holle ôf en lieten de beide bluodrige koppen nei Gideon bringe. Dat joech doe hast noch in swiere rûzje op dizze blide dei. De mannen fan Efraïm, de greatste fan 'e tolve stammen, koene it net goed sette, dat de stam fan Manasse de eare fan 'e oerwinning ha soe en hja sprieken mar op tsjin Gideon. Wie dat nou in menear, fregen se, dat Gideon har net roppen hie, doe't de striid bigoun? Miende er miskien dat hja bang wiene? Of mocht it geslacht fan Abiëzer allinne mar de eare fan 'e oerwinning ha en wie Efraïm goedernôch om wacht to rinnen by de Jordaen, doe't de slach al slein wie en de fijân op 'e flecht? En driigjend kamen se op Gideon ta, it swurd yn 'e fûst.

Gideon wist, dat er yn dit stik ûnskuldich wie! Net om eigen eare en net om 'e gloarje fan syn geslacht hie er syn libben ynset: hy hie allinne mar dien hwat God him oplein hie. En as er Efraïm àl roppen hie, tagelyk mei syn eigen stam, dan hiene se fêst net kommen! Hy koe se wol, dy greatske Efraimiten, dy't altyd mienden dat hja mear wiene as de oare stammen en dy't noait ûnder in oar stean woene. It wie wol troch alles hinne, dat hja nou, nei dizze blide oerwinning, noch rûzje sochten. Mar hy hie nou gjin tiid om tsjin Efraïm yn to gean en mei in mannich kalme wurden bêdde er har grime del. ‘Jim hawwe ommers folle mear dien as wy’, sei er, ‘jim hawwe de fijannen by tûzenen delhoud en God hat de beide foarsten, Oareb en Séëb yn jim hân jown, en wy, hwat hawwe wy dien dat by jimmes lykje kin? De nei-lêzing fan Efraïm is ommers better as de rispinge fan Abiëzerl’ Sa priizge Gideon de mannen fan Efraïm en doe bikaem har lilkens.

It wie dagen letter. Yn it lân fan Israël wie de stilte fallen nei dy wylde slach; deselde mannen dy't by de Jordaen de Midianiten opheinden en deaden, stiene nou op it lân en sloegen de skerpe sicht yn it ripe nôt: nei sawn lange, bange jierren wie nou de risping harres wer. Gjin fijân soe de swiere skeaven mear fan 'e ikkers helje, gjin rôvers hellen mear de skuorren leech. Nou foar it earst wie it swiere wurk wer in feest!

Allinne Gideon en syn trije hûndert mannen hiene de wapens noch net dellein. Earst moasten se de beide keningen fan 'e Midianiten hawwe, dy't syn bruorren formoarde hiene; earst moast it ûnskuldich bloed fan Joas' soannen soend wurde mei it bloed fan 'e moardners. Hy soe gjin rêst mear hawwe yn syn libben, as earst dy bloedskuld net dylge waerd...

Al dagen hiene se nou op mars west en wurch sleepten se de seare fuotten troch it skerpe sân. It iten, dat hja meinommen hiene, wie op en de sinne baernde fûl yn 'e delling fan 'e Jabbok. Mar it slimste leed wie gelokkich oer: foar har riisden de

muorren omheech fan 'e stêd Sukkoth. Dêr soene se rêste en de minsken soene har wis mei blidens ynhelje en har de romte fan iten jaen. Hja hiene ommers ek foar Sukkoth de striid tsjin 'e fijân fierd. En sa trieken se de poarte troch en de stêd yn, de trije hûndert, wurch en ûngedien, de klean trochswitten en griis fan moude, de sandalen stikken, mar tankber en bliid as in leger dat oerwoun hat.

Fansels kamen de minsken fan Sukkoth ta de huzen út en seagen de wurge striders gean. Dus dit wie nou dat leger fan Gieon, dêr't sokke sterke forhalen oer gyngen! It wie al oars as hja har forteld hiene. Sa'n hânfol mannen, net mear as trije hûndert en to wurch en yn 'e ein om noch to fjochtsjen. Hja mochten wol oppasse dat it leger fan Midian har net oer it mêd kaem en har doch noch forsloech! It wie it bêste dat hja har mar net mei dy binde ynlieten; hoe maklik koene de fijannen net

weromkomme en út wraek har stêd mei fjûr forbaerne.

Dat doe't Gideon it wurd naem en frege: ‘Jow dochs de mannen dy't my folgje brea hwant hja binne wurch en hawwe gjin iten mear en ik sit Sébah en Salmuna, de foarten fan Midian efternei’, doe anderen de âldsten fan 't stêd: ‘Wy sille jins mannen gjin iten jaen en wolle neat mei jim to meitsjen hawwe! As jim Sébah en Salmuna al finzen hiene en jim fregen dàn om brea...’

Forheftich lôge Gideons grime op tsjin dit leffe folk. Ek mei foar har hie er syn libben weage, ek om har to forlossen hie God him ta rjochter set en nou wegeren se syn mêdde mannen brea. Heech en greatsk stie er foar de âldsten. Hy frege net foar de twadde kear; nou hoegde er har spizen net mear: dy't fan God roppen is, hoecht net to biddeljen om brea. ‘Wy geane’, sei er strang, ‘de fijân efternei. Mar as ik Sébah en Salmuna yn hannen haw, komme wy wer en dan sil ik de âldsten fan dizze stêd giselje mei toarnen fan 'e wyldernis.’ Doe trieken se fierder, de smelle strjitten troch, forgrime en hongrich, de kant op nei Pniël. It wie in mars fan ûren mar yn Pniël soene se dan fine hwat Sukkoth har net jaen woe.

It foel har bitter ôf. Yn Pniël woene de minsken har ek net helpe: hja diene de poarte ticht en rôpen fan 'e muorre ôf dat hja mar fierder gean moasten. Op 'e weromreis, as hja de Midianieten forslein hiene, dan koene se komme en easken stelle, mar nou net!

Gideon seach omheech nei de toer boppe de poarte. ‘As ik weromkom, sil ik dizze toer delsmite’, sei er driigjend. En fierder mouden se, troch it gleone sân, it Suden yn, der 't Sèbah en Salmuna wêze moasten mei har legermacht.

De beide foarsten hiene in kamp opset by Karkor; noch sa'n fyftjin tûzen striders hiene se oer fan it machtich leger dêr't hja mei oer de Jordaen tein wiene, it lân fan Israël yn. Hja sieten net bot mear oer har nederlaech yn. Sawn jier lang hiene se in ryk libben hawn yn it fruchtbre Kanaän, nou wie de wyldernis har foarlân wer: dêr soene se it ek wol wer rêdde! Nei de fette kamen de meagere jierren. Sa is it libben nou ienris. En fan har maten wiene de measten fallen. Spitich, mar dêr koe men net oan ien wei oer yn sitte: elk minske moat stjerre, de iene ier en de oare letter. Dat hja namen it der fan, yn it kamp by Karkor, nei de lange, swiere mare. Heech flammen de fjurren op en slaven slachten skiep en bretten it fleis. Wachten setten se net ienris út: dy Gideon, dy boer út it lân fan Manasse, soe him sa fier net fan hûs jaen.

Mar Gideon, de soan fan Joas, wie net fier mear ôf. Fan 'e heuvels om it kamp seagen se de lange rigen tinten, de kampfjurren, it feestgjend folk. Nei in koarte rêst foelen se oan. Ien wylde stoarmrin koe it mei ta: sûnder to fjochtsjen sloegen al dy fyftjin tûzen Midianiten op 'e flecht. Gideon liet se yn har wêzen; hy hie mar ien doel: de beide keningen. Net fier bûten it kamp hellen se har yn, Sébah en Salmuna beide. Hja sparren har it libben en fierden se mei nei hûs. Net yn 'e striid soene de beide moardners falle, mar yn Ofra, by it hûs fan Joas, yn 'e rounte fan Joas' famylje, soene se stjerre...

Fan Karkor teach Gideon earst nei Sukkoth en Pniël. By Sukkoth yn it fjild troffen se in jonge man dy't skriuwe koe en dy skreau de nammen op fan sawn en sawntich âldsten. Gideon rôp har op en op it poarteplein, dêr't elk it sjen koe, skuorden se har de klean fan 'e rêch en krigen se mei de taeije toame-tûken.

Yn Pniël woene se Gideon wer bûten de poarte keare, mar hy bistoarme de stêd en deade elk dy't wapens tsjin him opnommen hie. De toer briek er ôf, lyk as er de

mannen fan 'e stêd biloofd hie. En doe gyng de mars wer fierder, troch de Jordaen en it lân fan Efraïm nei it stamgebiet fan Manasse.

Op in dei kaem de famylje fan Joas gear om rjochtdei to hâlden oer de beide foarsten. Dizze kear wie Gideon net de rjochter dy't wrake die oer de heidenen, de fijannen fan syn folk; hjoed wie er net oars as de bloedwreker dy't de bloedskuld dylgje soe, dy't noch altyd driigjend hong oer syn heite hûs.

Hja brochten de beide foarsten yn 'e rounte en setten se foar Gideon. Om him hinne sieten alle sibben, jong en âld, fan Joas ôf oan Jether, Gideons âldste, dy't noch mar in foege jonge wie, ta. En al dy eagen,

donker en driigjend, seagen nei de beide keningen en allegearre tochten se oan dy jonge, sterke keardels, dy't oars ek mei yn 'e rounte sieten en dy't nou dea wiene, fallen troch it swurd fan Midian.

Hja stiene dêr, de hannen boun, mar like dryst en heech as doe't hja noch rieden op har kamielen oan 'e kop fan har greate legermacht. Fansels bigriepen se wol, hwat har to wachtsjen stie, dizze swalkers út 'e woastine, mar hja klagen en jammeren net: in minske kin mar ienris stjerre! Nou wie it har tiid, hjoed, en dêr koe gjin god noch minske hwat oan foroarje.

'Hwat mannen wiene dat', frege Gideon dy't jim doe formoarde hawwe by de Tabor?'

Hja praetten der net om hinne. 'It wiene mannen lyk as josels', seine se, 'feardich en sterk; suver as wiene it keningssoannen.'

'It wiene myn bruorren,' rôp Gideon, 'ús memme soannen en omdat jim dat dien hawwe, moatte jim nou stjerre.'

De beide foarsten bûgden de holle; hja hiene net oars forwachte. Hja seagen hoe't Gideon op syn soan ta roun. 'Oerein, nim dyn swurd en deadzje se.' Jether gyng stean mar doe't it sa fier wie, doarst er net. Hy hate se, dy rôvers út 'e woastine, dy't sa lang syn folk fordrukt hiene, mar hy hie noch noait in minske deade. Doe't it birjocht kaem dat hja syn omkes formoarde hiene, o, doe hie er se wol oanfleane wollen, mar nou koe er it net dwaen. Yn 'e slach, as er meimocht hie, mar sa net... Doe seine Sébah en Salmuna: 'Gean josels oerein, Gideon, en fal op ús oan. It is better dat wy falle troch de hân fan in moedich man, as dat der letter sein wurdt: in bern hat har forslein.' Doe naem Gideon it swurd en foel op har oan en ûnder syn hannen stoaren se. Sels naem er it lange koarde mei de sulveren moantsjes, dat har kamielen om 'e hals hiene...

Net lang nei dizze blide forlossing kamen de âldsten fan Israël en fregen oft Gideon kening wurde woe. It wie is hege eare, mar Gideon woe it net. 'De Heare is kening en Hy allinne sil oer jimme hearskje. Ik bin mar in gewoane boer en op myn holle foeget gjin kenings-kroan. Mar as jimme dochs hwat dwaen wolle, jow my dan elk in gouden ring, fan 'e bút dy't jim makke ha.' It waerd in steapel goud, dat it tankber folk him brocht en fan dy goudskat liet Gideon in efod meitsje, in prachtich skouderkleed lyk as de preesters om hiene as hja de Heare bifregen.

De efod waerd opburgen yn in hûs yn Ofra en in preester waerd oansteld. Nei dy preester en dy efod teach doe it folk fan Israël en it duorre net lang of hja forgeaten de Heare, dy't har forlost hie út Midians macht en tsjinnen dy efod hast as in soarte fan god. Sa kaem it dat Gideon, de greate strider tsjin Baäl, syn folk noch ta sûnde brocht.

Ek yn oare dingen libbe er net lyk as yn it earst. Deselde man dy't gjin kening wurde woe, naem letter in hiele rige froulju, lyk as de keningen dat doe wend wiene en doe't er stoar, yn hege âlderdom, hie er sawntich soannen...

De soan fan Gideon

FAN ALLE SAWNTICH SOANNEN Gideon wie der ien dy't der útroun en dy't greate plannen makke: hy woe kening wurde en net fan syn eigen stam allinne, mar as it koe fan hiele Israël. Hy hie altyd al in aerd fan hearskjen hawn, suver as wie er in

keningssoan en syn heit hie him de bynamme Abimelech jown, dat sizze wol: ‘Us heit is kening.’ Hy wie oars net de âldste fan 'e sawntich bruorren en de oaren hiene him net folle yn tel: syn mem wie minder yn rang as de oare foulju en wenne net by har man yn 'e hûs, mar by har eigen famylje yn Sichem. Abimelech koe it min fordrage, dat er gjin wettige soan wie en djip yn syn hert hate er syn healbroers, dy't him forachten en him dat faken fiele lieten.

Nei de dea fan syn heit, doe't der gjin rjochter mear wie yn Israël, naem er syn trekken waer en bisocht er kening to wurden. Hy fielde wol, dat de stam fan Manasse him net as kening ha woe, dat ynpleats gyng er nei Sichem, in stêd yn in gebiet fan Israël, dêr't ek noch gâns Kanaäniten wennen en dêr't de bruorren fan syn mem noch al hwat ynfloed hiene. Hy praette it syn omkes tige moai oan: it soe sa moai

wêze dat it âlde Sichem, de stêd dy't krekt yn it midden fan it lân lei, keningsstêd waerd en hwa koene se dan better ta kening salvje as in soan fan 'e greate rjochter Gideon, dy't tagelyk har omkesizzer wie? Fansels hie Gideon noch folle mear soannen, mar men koe better ien kening oer jins stêd ha as sawntich en bûtendat, sokke bêste wiene it ek al net. Hja hiene him ek altyd al min bihannele, dat miskien wie it mar it bêste dat er har earst fan kant makke, dan koe der to-minsten letter gjin striid mear komme oer hwa't it keningsskip takaem...

It woe de mannen wol oan, in omkesizzer op 'e keningstroan en op in goede dei praetten se der oer mei de âldsten fan 'e stêd. Dy fielden fuort-daliks foar it plan: it soe in hege eare wêze foar Sichem en hwa wit koe it letter net de haedstêd fan it lân wurde. Dat Abimelech fan doel wie om al syn bruorren to formoardzjen, founen se net slim; dat barde yn oare lannen ek wol. Sawntich wie wol in hiel getal, mar hwat die Gideon ek mei sa'n heap froulju?

Dat hja achten ienriedich dat it altyd oangean moast en út 'e timpelskat fan Baäl-Berith namen se sawntich sikkels sulver en joegen dat oan Abimelech. Dy hierde dêr in binde soldaten foar, ûnforskillige wrede keardels, dy't om God noch syn gebot hwat joegen en op in nacht triek er dêr mei nei Ofra en helle de sawntich soannen fan Gideon op. Allinne de jongste. Jotham, krigen se net. Hja namen de mannen mei bûten de stêd en by in greate stien slachte Abimelech se mei eigen hân, krekt as wiene it bisten by in great offerfeest. Hy die it sels, hwant syn soldaten koene se sa goed net en hy woe wis wêze, dat der net ien ûntkaem. It wie al slimmernôch, dat er dy jongste net krije koe.

En sa, mei it bloed fan syn eigen bruorren oan 'e bûnte mantel, triek Abimelech Sichem yn en sa waerd hy, de moardner fan syn heite soannen, salve ta kening ûnder de ike-beam fan 'e wijstien, dy't ticht by de poarte wie. It wie deselde beam dêr't Jozua ûnder stien hie, doe't er it forboun mei de Heare fornijde en doe't er dy wurden spriek ‘Ik en myn hûs, wy sille de Heare tsjinje...’ En nou salven se by dy wijde beam dizze wrede moardner ta kening en yn Sichem stie de timpel fan Baäl-Berith, de Baäl-fan-it-forboun. Wol fier wie it hinne mei it folk des Heare!

De lju fan Sichem wiene tige bliid mei har nije kening. Nou wie Sichem sa mar in keningsstêd wurden, en hwat in eare wie dat net en hwat in rykdom soe dat jaen! Dat hja hâldden in great en fleurich feest, dy deis en brochten offers en dounsen har wille út. En by sok in offer hearde fansels in offermiel en Abimelech, de gouden kroan op it swarte hier, siet oan 'e ein fan 'e lange tafel en njonken him sieten de bruorren fan syn mem. Der waerd neat sparre ta dit blide feest, der wie folop fleis en de romte fan wyn; noch noait suver hiene se to Sichem sa'n great feest hawn, dêr soarge de nije kening wol foar. En úten-troch riisde ien fan 'e âldsten oerein en priizge Abimelech...

Mar let op 'e middei, doe't it feest noch lang net ôfroun wie, kaem der in sprekker, dy't net bean wie. Dy siet net mei oan 'e lange tafel, mar dy stie boppe it dounsjend folk op in punt fan 'e berch Gerizim. Hy hie de lange mantel opnommen, dizze frjemde sprekker, en de mulriem om en wylst er spriek seach er alle kanten út, dat net ien fan Abimelech syn hierde moardners him bislûpe soe. It wie Jotham, de iene soan fan Gideon dy't ûntkommen wie. O, hwat haette er dy wrede kening, dy't der siet oan 'e feest-tafel; hwat soe er him graech de skerpe dolk yn it hert stekke wolle, mar dat koe nou ienris net. Mei de wapens koe er neat bigjinne, dat wist Jotham wol, mar soms is de tonge ek in wapen en bytiden binne wurden deadliker as messen.

‘Harkje nei my, jim mannen fan Sichem’, rôp er, ‘en God sil nei jimme harkje.’ Forheard bleauwen de dounsers stean en de musyk foel stil. En wer sette de jonge Jotham it lûd út.

‘De beammen gyngen der op út om in kening oer har to salvjen. Earst fregen se de olivebeam oft dy net kening wurde woe. Mar de olivebeam hie gjin oanstriid fan keningseare en sei ‘Soe ik myn fetlikens opjaen, dy't God en minsken oan my earje en soe ik hinnegean om to sweven oer de beammen?’

Doe gyngen alle beammen nei de figebeam en seine: ‘Kom, wês dû kening oer ús!’ Mar de figebeam skodde syn machtige krún en sei: ‘Soe ik myn swietichheit for-

litte en myn skoandere frucht en oer de beammen sweevje?'

Dêrnei sochten de beammen de wynstôk op, dy't mar lyts is en needrich, mar dêr't de kostlike wyn fan komt en wer diene se deselde fraech. De wynstôk woe der gjin praet fan hearre. 'Soe ik myn sop binefter litte', sei er, 'dat God en minsken bliid makket en soe ik hinnegean om to sweevjen oer de beammen?'

Doe wiene de beammen suver har rie to'n ein en hja gyngen nei de toarnbosk, dy't gjin fruchten jowt, mar dy't toarnen hat en oars net as hwat smelle streken skaed. Mismoedich diene se jitris har fraech: 'Kom, wês dû kening oer ús.' It soe wol neat wurde, tochten se, de toarnbosk wie dochs al net yn tel en hy soe wol net hearskje doare oer de machtige beammen fan it wâld. Mar de toarnbosk wie greatsk en doarst alles wol oan. 'As jimme it mij goed miene', sei er, 'en my wier ta kening oer jimmer salvje, kom dan en skûlje yn myn skaed. Mar as jim it net earlik miene en net dogge hwat ik siz, dan sil der fjûr fan 'e toarnbosk útgean en fortarre de séders fan 'e Libanon!'

De boargers fan Sichem hiene dy frjemde fabel wol goed bigrepen. It sloech fansels op har nije kening en Jothan bidoelde: fatsoenlike minsken wolle net kening oer jim wêze en nou ha jim ynpleats Abimelech nommen. 'Kening Toambosk...' Soe er dan wier gjin goede kening wurde, dizze minske-slachter? It wie krekt as wiene se al sa bliid net mear mei him as earst, nou't se Jotham heard hiene. Hark, dêr bigoun er noch ris op 'e nij.

'Nou dan, mannen fan Sichem, hweròm hawwe jim Abimelech ta kening salve? Is it omdat er in soan fan Gideon is, dy't syn libben foar jim weage hat en dy't jim forlost hat út Midian's macht? Mar as jim ús heit eare dwaen woene, wie der dan by alle sawntich soannen net ien dy't better wie as Abimelech, dy soan fan in slavin? Nou dan, às jimme hjoed goed dien hawwe oan it hûs fan Gideon mei al syn soannen to slachtsjen op 'e selde stien, wês dan bliid mei dizze moaije kening en lit him bliid wêze mei dizze stêd. Mar as it nèt goed is, hwat jim dien hawwe - en jim witte sels wol dat it net goed west hat! - dan mei der fjûr útgean fan Abimelech en fortarre it folk fan Sichem en fjûr mei der fan Sichem útgean en fortarre Abimelech.'

It wie oft der in donker skaed foel oer it blide keningsfeest. Sa'n flok, it koe net oars, dy moast neikomme. De goaden hâldden it mei Jotham, oars soe er net ûntkommen wêze, de moarns fan 'e moart. En fan itselde stuit ôf wie der hwat tusken Abimelech en de boargers fan Sichem, dat noait wer goed koe.

It holp net dat Abimelech syn soldaten ûtstjûrde om Jotham to deadzjen; mei greate sprongen wie er flechte en wei-wurden achter de berch. Hy gyng nei Beër, in stedtsje dêr't kening Abimelech neat to sizzen hie en wachte dêr op it oardiel dat komme soe oer de stêd en de kening. Hy hoegde net lang to wachtsjen...

Noch mar trije jierren wiene der foarbygien, sûnt Jotham syn bittere fabel fortelde, doe wie Sichem al gjin keningsstêd mear. Wol wie Abimelech noch altyd har kening - men kin makliker in kening salvje as ien kwyt wurde! - mar it wie rûzje tusken him en Sichem en hy wenne nou yn 'e stêd Aruma. Syn steedhâlder, Sebul, hie er efterlitten en dy wie nou baes yn 'e stêd, mar sels dy hie net mei syn kening op en gyng syn eigen gong. As Sebul syn sin krige kaem Abimelech noait wer yn Sichem en bleau alles sa't it nou wie.

It kaem op it lêst sa fier dat de mannen fan Sichem opstiene tsjin har hear en de karavanen birôven, dy't op wei wiene nei Aruma om him skatting to bringen. Sels

de gewoane keaplju wiene net feilich mear foar har binden en Abimelech krige der gâns skea fan. Yn Sichem bigriepen se mar al to goed dat it sa net altyd bliuwe koe en dat de ien of oare kear de kening delkomme soe om wraek to dwaen. En dan koe it wol ris raer ôfrinne mei har: de steedhâlder mei syn soldaten yn 'e stêd en de kening mei syn binden foar de poarte... Krekt yn dy tiid kaem der ûnforwachts in binde soldaten yn 'e stêd en de Sichemers fregen har oft hja dêr bliuwe woene. It like de oanfierder, Gaäl, de soan fan Ebed, tige moai ta en hy biloofde de âldsten dat er mei syn hiele binde bliuwe woe om de stêd to helpen tsjin Abimelech. Hy koe it wakker moai opsizze, dizze binde-lieder: dy kening dêr yn Aruma joech er neat om; hja koene mar op him bitrouwe, salang

Gaäl yn Sichem wie, koe der har neat oerkomme!

Fansels wiene de boargers tige bliid mei dizze helper. Nou hoegden se net bang mear to wêzen foar kening Abimelech en as it wêze moast banden se Sebul ek noch ta de stêd út. En op it druve-feest, doe't der in great gastmiel wie yn 'e Baäls-timpel, mei de romte fan koppige wyn, songen hja lûd-op spotlieten op 'e kening en forflokten him by alle goaden. Ek Gaäl die wakker syn bêst en sette de lju fan 'e stêd noch mear tsjin Abimelech op, Hja moasten him ynpleats mar kening meitsje, sei er...

Sebul, de steedhâlder fan 'e kening, hearde swijend al dy hún en spot oan. It koe him neat skele, dat hja syn kening bispotten, mar hy fielde der neat foar dat Gaäl sa by de Sichemers yn 'e gunst kaem; hy hie it al lang bigrepen dat dy him der útwrotte woe. En to-mûk stjûrde er boaden nei Abimelech dy't de kening fortelden, dat Gaäl yn Sichem kommen wie en dat hy de hiele stêd tsjin him opsette. It soe it bêste wêze dat er de nachts mei in binde delkaem en him forskûle yn 'e bosken om 'e stêd; ta-fallich wist er dat Gaäl de oare moarns in rôf-tocht dwaen woe en dan koe er him bûten de poarte forslaen. Hy sei der net by, dat Abimelech dan wol yn 'e stêd komme koe! Hy woe Gaäl der út ha, mar it wie syn doel net om syn hear der yn to heljen. Yn Sichem moast allinne Sebul baes wêze.

De oare moarns ier en bitiid al, stie de steedhâlder by de poarte en seach er Gaäl en syn mannen gean. Bûten de poarte lykwols bleau Gaäl stean; it wie krekt as fortroude er him dochs net rjocht. En dêrmei seach Sebul hwat biwegen op 'e bergen yn 'e fierte. Dus Abimelech keam der al oan. Nou moast er oppasse dat Gaäl net wer yn 'e stêd gyng; hy wie der neat to goed ta, dy swetser.

'Der komt folk by de bergen del', hearde er Gaäl sizzen.

Sebul snúfde forachtlik. 'Dû sjochst de skaden fan 'e bergen foar minsken oan', spotte er. Gaäl sei neat. Hy woe wol graech wer werom achter de feilige muorren, mar hy woe fanseïs de namme net ha, dat er bang wie foar neat. En doe seach er it dúdlik; twa binden kamen by de bergen del en op 'e poarte ta; de bleate wapens blonken yn it ljocht fan 'e sinne. Doe hearde er Sebul sizzen; 'Hwer is dyn greate mûle nou, dêrstû mei sein hast: Hwat soe dy Abimelech? Gean nou it fjild yn en fal op him oan!'

Gaäl hier der net folle sin oan om de slach oan to gean, mar hy koe der net mei fatsoen foar wei; nei syn geswets op it feest-fan-'e-druven koe er nou net wei krûpe yn 'e stêd. Mei in swier moed teach er op, de fijân yn 'e mjitte. Mar tsjin de wylde rôvers fan Abimelech koene syn mannen it net hâlde; gjin ûre letter stie er wer foar de poarte, forslein en biskamme en mei touwen hysten Sebul syn tsjinners him op 'e muorre. Mar de poarte bleau ticht en Abimelech keam der net yn. Sebul lake. Hy bande Gaäl noch deselde deis de stêd út en de forgrime kening triek werom nei Aruma. Yn 'e stêd fan Sichem bleau allinne Sebul oer.

De oare moarns gyngen de mannen fan Sichem wer gewoan it fjild yn, elk nei syn eigen wyngert. De striid wie oer; Abimelech siet goed en wol yn Aruma en hja lieten de poarte fan 'e stêd wiid iepen stean. Mar wylst hja rêstich har wurk diene yn 'e hôven, kaem Abimelech opsetten mei trije binden soldate-folk. Hjoed soe er mei dy opstandige stêd ôfrekkenje en mei dy Sebul, dy steedhâlder dy't syn eigen kening bûten de poarte kearde! Hy wie de kening op it lêst en hy liet him de gek net oanstekke fan syn eigen folk! Ear't Sebul der euvelmoed yn hie, wie Abimelech mei syn mannen al by de poarte; yn ien wylde stoarm naem er de toer en it poarteplein. Wylst foelen syn beide oare binden oer de druvetrapers gear en sloegen alles dea dat yn 'e hôven

libbe. Doe't it freeslik wurk op it fjild birêdden wie, gyngen se allegearre nei de stêd. De hiele lange dei waerd der fochten yn 'e smelle strjitten en doe't de jounsskimer foel hiene se de iene helte fan 'e stêd yn 'e macht; gjin man, noch frou, noch bern libbe mear yn 'e fornielde huzen.

De deis dêroan foelen se oan op 'e oare helte fan 'e stêd, dy't Sichems-Toer hiet en op in oare heuvel lei. Der wennen sa'n tûzen minsken en allegaerre sochten se biskûl yn 'e Baäls-timpel, dêr't in sterke muorre om hinne wie, mei in machtige âlde toer. Mar de wrede kening wist ek dêr wol rie op. Mei syn mannen gyng er de bosk yn

om hout en foar de greate houten poarte steapele er de droege tûken op. Doe stieken se de brân der yn en alle tûzen minsken, mânlju en froulju en lytse bern, kamen om yn 'e reek en 'e flammen. Om syn gleone hate to kuoljen briek Abimelech alle huzen del en liet de púnfallen mei sâlt bistruije: in teken, dat hjir noait wer boud wurde mocht en dat sels de groun forflokt wie dêr't de stêd op stien hie.

Greatsk op syn oerwinning triek Abimelech werom nei Aruma ta. Nou hie Jotham dan syn sin: der wie fjûr fan Abimelech út gien en it hie Sichem fortard. Fansels hie er noch mear sein, Jotham. Der soe fjûr útgean fan Sichem en fortarre Abimelech. De kening lake der nou om: Sichem wie der net mear en soe him neat wer dwaen; de twadde flokspreuke fan Jotham soe net mear nei-komme.

Hy wie noch mar krekt yn Aruma, doe hearde er dat ek it stedsje Tebes tsjin him opstien wie. Forgrime triek er der hinne. Kaem der dan noait in ein? Sprong it fjûr fan 'e opstân fan Sichem noch fierder, nou't de stêd sels der net mear wie? As Tebes dan opstie, dan soe er it krekt sa bihannelje as er Sichem dien hie. Al moast er ien foar ien syn stêdden delbaerne, hy soè baes bliuwe.

Ek yn Tebes flechten de boargers achter de muorren, doe't Abimelech mei syn binden opsetten kaem. Wer hellen se branhout op en loegen it op tsjin 'e houten poartedoar. Mar yn syn wylde wrok kaem de kening to ticht by de muorre en ear't it hout noch goed baerne woe, kaem der in swiere molestien nei ûnderen. Abimelech seach noch dat in frou dy stien smiet; doe rekke er him en forplettere him de plasse.

Hy lei plat oer de groun en libbe noch. Hy fielde dat er stjerre moast, mar nou, mei de dea foar eagen, hie er noch gjin birou. Net oan 'e Heare tocht er, dy't syn sûnde foun hie, mar oan syn eigen eare. ‘Nim dyn swurd’, sei er tsjin syn wapendrager. ‘en deadzje my, dat se letter net fan my sizze: In frou hat him forslein.’ De tsjinner die hwat syn hear him gebea en stiek him dea...

Sa stoar Abimelech, de soan fan Gideon en yn hiele Israël wie der net ien, dy't om him roude, Hwa soe ek om him skrieme, nou't er stoarn wie yn syn sûnden? Hiel syn libben lang hie er allinne om himsels tocht en om macht en eare, nou wie der net ien mear dy't noch om him tocht.

En op 'e nij koe it folk fan Israël sjen, dat der in God yn 'e himel is, dy't wrake docht oer elk, dy't tsjin Him opstiet en dy't syn folk to-nei komt.

Jefta

NEI DE DEA FAN GIDEON HIENE der noch twa oare rjochters west, Tola en Jaïr, en sa lang dy libben hie it folk fan Israël noch meast de Heare tsjinne, mar letter gyng it wer deselde, drôvige wei fan altyd: hja tsjinnen de goaden fan 'e folken en foar straf joech God har yn 'e macht fan 'e fijannen. Yn it Westen by de Greate Sè, foelen de Filistinen oan en yn it Easten, oan 'e oare kant de Jordaen, kamen de Ammoniten opsetten. Achttjin lange jierren fordrukte de kening fan Ammon de stammen fan Ruben en Manasse en yn it lêst trieken se wol oer de Jordaen en plonderen se Juda en Efraïm. En wer rôp it folk fan Israël ta God om help, mar dizze kear antwurde de Heare har strang. ‘Ik haw jimme al sa faek forlost út 'e hân fan 'e fijannen, mar likegoed hawwe jim My forlitten en oare goaden tsjinne, dat Ik sil jimme nou net wer forlosse. Gean hinne en rop ta de goaden fan 'e folken, dy't jim foar kar nommen hawwe en lit dy jim forlosse.’

De mannen fan Israël wisten wol, dat hja it net fortsjinne hiene dat God har útholp; mar hja wisten ek fan Syn barmhertichheit en dat der gjin ein is fan Syn geduld en noch iveriger tsjinnen se de Heare en alle ûngodsbylden diene se fuort en démoedich bilieden se har swiere skuld. En doe't de Heare dat seach, dat hja birou hiene fan it kwea en dat hja har bikearden fan har sûnden, koe Er it lijen fan Syn folk net langer oansjen en op 'e nij joech Er in forlosser.

It wie yn dy tiid dat de kening fan 'e Ammoniten mei in great leger yn Gilead foel. Mar dizze kear wie it him net to rêdden om oarlochsbút, net om fé en jild en slaven, né, hy wie úttein om al it lân tusken de

Arnon en de Jabbok to bisetten, dat it foar altyd in stik fan Ammon wêze soe. Hy seach raer op doe't de mannen fan Ruben en Manasse ek daliks mei in leger opsetten kamen en har kamp opsetten to Mizpa. Dat hie yn al dy achttjin jier noch noait sa west, dat de Israëliten de striid oandoarsten en macht tsjin macht en leger tsjin leger setten. Dat de Ammoniten trieken net fierder op en wachten ôf hwat Israël dwaen soe; it lei har by dat dat boere-leger dochs net yn 'e oanfal gean soe en dan forroun it mei 'er tiid fansels. Hy soe tiid dwaen en de iene dei of oare soe de oerwinning him fansels ta-falle.

En foar sa fier hie er gelyk, de kening fan Ammon: hja wiene noch net ré ta de striid, de mannen fan Gilead. Moed hiene se genôch en hja bitrouden nou wer op God, mar der moast noch in rjochter komme, in man dy't foaroan gean koe yn 'e striid en dy't har regearje koe as de oarloch oer wie. En yn hiel it kamp to Mizpa wie net ien sa'n man to finen...

Hja wisten oars wol ien, dy't geskikt wie, mar hy wenne fier ôf yn it lân fan Tob en it soe de fraech wêze oft er komme woe! Destiids wenne er ek yn Gilead yn syn heite hûs, mar doe't de âldman forstoarn wie en it erfskip ompart waerd, hiene syn bruorren him fordreaun en fan alles dat der wie, hie 'hy, Jefta, neat krige. Hy wie de soan fan in frjemde frou en dêrom hie er gjin rjocht op 'e erfenis, tochten de healbroers en de âldsten founen it ek goed en woene him net helpe om syn rjochtlik diel to krijen. Forbittere wie er fuortgien, it Noarden yn en lange jierren hie er tahâlden yn in frjemd lân mei in binde rôvers, dêr't er de lieder en oanfierder fan wurden wie. Hy libbe fan rôf en der wie gjin kening dy't him oer koe en yn alle lannen oan 'e oare kant de Jordaen gyng de rop fan syn dryste moed. Mar by alle wrok en grime tsjin syn folk, dat him forstjitten hie, bleau er dochs in echte Israëlyt; hy koe syn lân en it âlde doarp net forjitte en faken, midden yn it wylde rôvers-libben, wie er ûnwennich. As er de kâns noch ris krige, miskien soe er dan syn healbroers forjaen hwat hja him oandien hiene en weromkomme yn it âlde lân, hy en syn frou en syn iennichst dochter.

Lang hiene de âldsten fan Gilead der tsjin oan soarge om Jefta werom to roppen; hja skammen har, dat hja him doe fordreaun hiene en wiene bang foar syn wraek, mar op it lêst teagen se de dryste skuon oan en reizgen nei it lân fan Tob. Hja fortelden him, hoe't it der foar stie en fregen him, oft er har lieder en rjochter wêze woe. Der wie yn hiele Gilead net ien dy't it oars dwaen koe en as Jefta wegere, dan soe de wrede kening fan Ammon it hiele lân yn bisit nimme.

Jefta hoegde net lang to tinken. Hy mocht dan in wylde bruijer wêze, in swalker en rôver, hy soe lykwols komme as syn folk forlet fan him hie. Mar hy wie ek net fan doel om Gilead to helpen en dan nei de striid jitris oan kant skoud to wurden: hy woe komme, mar as er kaem, woe er ek bliuwe; hy woe har forgean yn 'e stridd, mar as de oarloch oer wie en de fijân forslein, dan woe er ek har rjochter en lieder bliuwe. En hja mochten it ek wol ris hearre dat er noch net forgetten wie, hwat hja him oandien hiene.

‘Hawwe jim my net oer hawn en my forstjitten út ús heite hûs? Hwerom binne jim dan nou ta my kommen, nou't jim om help forlegen binne?’

Biskamme búgden de âldsten de holle. ‘Wy hawwe jo bitter ûnrjocht dien; it spyt ús nou en as jo komme en ús lân wer frij meitsje, dan sille jo altyd ús haed en rjochter wêze en wy sille dwaen hwat jo ús oplizze’. Doe woe Jefta net wegerje en mei de âldsten fan Gilead teach er nei it kamp to Mizpa en dêr keas it hiele leger him ta har haed en hear. It waerd bisward yn 'e namme des Heare en Jefta biloofde dat er út alle

macht stride soe foar de frijdom fan syn lân. It wie in greate dei yn syn libben: dyselde minsken dy't him destiids útband hiene, brochten him nou har dimmene hulde, datselde lân, dêr't er sa lang ûnwennich fan west hie, stie er nou as rjochter oer. It hert tilde him fan blidens. Nou doarst er alles oan en hy leaude fêst dat de Heare him helpe soe.

Mar dêrom wist er likegoed dat it net maklik wêze soe, sa'n sterke fijân to forslaen en as it mûglik wie woe er leaver sûnder striid de Ammoniten út it lân sjen to krijen. Hy stjûrde boaden nei de kening en doe't dy al it lân tusken Arnon en Jabbok opeaske, lei Jefta him út dat Israël dêr al trije hûndert jier wenne hie en dat hja it nommen hiene, net fan 'e Ammoniten sels,

mar fan Sihon dy't it earder al biset hie. Mar de kening fan Ammon woe der neat fan witte en naem syn leger net út Gilead werom: it wie dúdlik dat it op oarloch útrinne soe. As er dan net oars woe, dan soe Jefta tsjin him optsjen yn 'e namme en 'e krêft des Heare.

Earst woe er lykwols al syn bêst dwaen om syn leger greater en sterker to meitsjen. Sels triek er troch it stamlân fan Ruben en Manasse en rôp alle man op ta de striid mar der gyngen ek boaden troch de Jordaen om Efraïm op to roppen. Ek yn Efraim hiene mear as ien kear de Ammoniten in ynfal dien, dat dy soene ek wol grach meihelpe wolle en wraek nimme op 'e fijân. Mar de Efraïmiten kamen net. Hja woene net ûnder Jefta stean; Efraïm wie safolle greater en sterker as dy stammen dêr oan 'e oare kant, it joech gjin pas, dat nou dy rôver-haedman út Tob har mannen oanfiere soe. Jefta moast himsels mar rêdde mei de Ammoniten en as er it net oandoarst, dan moast er him mar skikke ûnder Efraïm; hja woene wol komme, mar dan moasten se sels ek baes wêze.

Fansels spiet it Jefta tige dat er de help fan Efraïm misse moast, mar as it net oars koe, dan soe er sûnder har optsjen. Hy wie rjochter yn Gilead en gjin bidler dy't smeke om de gunst fan in oare stam. Dy't net mei woe, dy moast dan mar feilich thús bliuwe! As de Heare him holp dan soe er ek sûnder Efraïm de striid wol winne.

Foar't er optriek die er earst in bilofte en spriek: ‘Heare, as Jo Ammons bern yn myn hân jowe, dan sil it earste dat bûten komt, dat út 'e doar fan myn hûs my yn 'e mjitte komt, hwannear't ik yn frede weromtsjoch fan Ammons bern, de Heare sines wêze en ik sil it offerje ta in brânoffer’. It barde wol mear dat men yn Israël de Heare in bilofte die, mar hwat Jefta nou ta-sein hie, dat wie net goed: God bigeart gjin brânoffer fan minsken, lyk as de oare folken har goaden brochten, it wie him in grouwel en yn 'e wet fan Mozes wie it al forbean. Jefta wist dat sa goed net, miskien, hwant hy hie altyd wenne oan 'e rânne fan Israël en ticht by de heidenen, mar hy hie it witte moatten. Letter hat er bitter spyt fan syn hastige wurden hawn, letter, doe't it to let wie...

En dêrnei teach de rjochter Jefta op tsjin Ammons bern en forsloech se yn in wylde slach. Wol tweintich stêdden naem er yn en gjin Ammonyt bleau der oer yn it lân fan Gilead.

It wie wol in blide dei, doe't Jefta as oerwinner weromtriek nei syn hûs. Jierren lyn hiene syn bruorren him it lân útdreaun en wie er earm en bleat om útens tein, nou kaem er werom, de lieder fan syn folk en de rêdder fan syn lân. Nou wie alle leed en smaed forgetten fan al dy jierren yn it frjemde lân en sa't it west hie, koe it noait wer wurde: al syn libben soe er yn Gilead hear en rjochter bliuwe en in tankber folk soe him op 'e hannen drage. Hy glimke bliid doe't er yn 'e fierte syn hûs wer seach. Strak soe er it offer bringe dat er de Heare ta-sein hie: de earste slaef dy't út syn hûs him to-mjitte kaem en dan soe er it swurd ophingje en yn frede libje op 'e âlde groun...

En wylst er fierder roun, foar syn soldaten út, kamen him út Mizpa wei de jongfammen yn 'e mjitte. Yn in lange rige, sjongend en dounsjend kamen se om him, har forlosser, to earjen. Bliid klonken de tambourinen en fleurich blonken yn it sinneljocht de wite feestklean. En doe yienen bleau Jefta stean; deadlik bleek waerd er en hy stoarre mei greate eagen nei de foarste fan 'e fammen, dy't huppeljend op him ta kaem. O God, mar dit wie syn eigen dochter, syn iennichst bern. Dit wie nou de earste, dy't út syn hûs him to-mjitte kaem; nou moast er syn eigen dochter

brânofferje! It wie oft syn hert stil stean bleau en wanhopich taestte er nei de hals fan syn mantel en skuorde him stikken fan boppen ôf oan ûnderen ta. ‘Och fanke’, klage er, ‘datstû nou krekt de earste wêze moast, dy't my to-mjitte komt! Hwant ik haw myn mûle iependien tsjin 'e Heare en ik kin net werom’.

Doe stiene al dy blide fammen forslein en de lûde muzyk foel stil. Alle eagen seagen nei Jefta's dochter. Swijend stie se dêr foar har heit en harke nei alles dat er fortelde. Nou hie se sa bliid west mei dizze greate oerwinning en nou moast se stjerre troch har heite hân. Hja wie noch sa jong en it libben wie nou krekt sa moai, nou't har heit gjin balling mear wie yn in frjemd fier lân, mar de foarst en de rjochter fan syn folk. Hja hie tocht, dat nou de iene of oare dei in man om har komme soe en

...wanhopich taestte er nei de hals fan syn mantel en skuorde him...

mei har trouwe en dat hja bern hawwe soe, sterke soannen, like moedich as har heit. Jefta, hie dan de âldste hite moatten, dat de namme fan har greate heit libje soe yn it lân fan Gilead, lang nei't er sels forstoarn wie. En nou dit... Gjin man soe se hawwe en gjin soan, mar stjerre soe se op it alter en har jonge lichem soe forgean yn 'e offerflam.

En dêrmei stiek se de holle omheech en fage de triennen fuort. Har heit wie in helt en hy hie syn folk forlost út 'e hân fan 'e fijân en hja wie syn dochter... Hja soe net mear skrieme en it him net swierder meitsje as it wie. Hwat lette it dat hja stjerre moast, nou't har folk forlost wie? De Heare hie in greate oerwinning jown, Hy soe it offer ha dat ta-sein wie.

Biret roun se op Jefta ta. ‘Heit’, sei se moedich, ‘as heit de mûle opdien hat ta de Heare, doch my dan lyk as heit it sein hat, hwant de Heare hat ús folsleine wraek jown oer Ammons's bern. Mar jow my dan noch twa moanne de tiid, dat ik hinnegean nei de bergen en myn jongfammesteat biskriem, ik en myn freondinnen.’

En sa triek de dochter fan Jefta de bergen yn en skriemde om har jonge libben en omdat se noait in soan hawwe soe en omdat it geslacht fan har heit nou foar altyd ûndergean soe en syn namme net mear libje yn 'e boeken fan syn folk. Doe't de twa moanne om wiene kaem se werom en naem har heit har en offere har de Heare ta in brânoffer.

Sûnt dy bittere dei hat de rjochter Jefta gjin wille mear hawn yn syn libben. Hy hie it leafste dat er hie, syn iennichst dochter, de Heare jown en it is in great ding om de Heare sà leaf to hawwen en safolle foar Him oer to hawwen, mar dit offer wie dochs net goed yn des Heare eagen. Yn in tiid dat Israël altyd wer syn God forgeat en syn biloften briek, hie Jefta hâlden hwat er tasein hie ek al wie it ûnminsklik swier, mar krekt dizze bilofte hie er net dwaen mocht. Allinne om't er safolle jierren yn 'e frjemdte west hie en om't er libbe yn sa'n wylde, wrede tiid, koe er sa djip falle. ‘Yn dy dagen wie der gjin kening yn Israël en elk die, dat goed yn syn eagen wie...’

Net lang nei it offer fan Jefta's dochter rekke de rjochter fan Gilead op 'e nij yn in oarloch, mar dizze kear gyng it net tsjin de heidenen mar tsjin ien fan Israëls stammen.

De mannen fan Efraïm, dy't net komme woene doe't Jefta har rôp, koene it nou net forkropje dat er sûnder har de fijân forslein hie en dat er nou hearske oer it lân oan 'e oare kant de Jordaen. Lyk as hja destiids tsjin Gideon opsprutsen hiene, stjûrden se nou boaden nei Jefta ta, dy't seine: ‘Hwerom bistû trochtein om to striden tsjin Ammons bern en hastû ús net roppen om mei dy to gean? Wy sille dy en dyn hûs forbaerne mei fjûr.’

Jefta wie sa geduldich net as Gideon en hy tsjinne de boaden fuortdaliks fan antwurd. ‘It is net wier’, sei er, ‘dat ik jim net mei ha woe; ik haw jim frege, mar doe't jim net kamen haw ik myn libben weage en bin trochtein nei Ammons bern; en de Heare hat har yn myn hân jown. Dat hwerom komme jim nou om tsjin my to striden’?

De Efraïmiten woene net nei Jefta harkje. Mei in great leger trieken se oer de Jordaen en foelen op him oan, mar hja forlearen de slach en it hiele leger flechte nei de Jordaen. Mar dêr stiene de mannen fan Gilead al op har to wachtsjen. En elke kear as der in flechtling pakt waerd en sei, dat er gjin Efraïmyt wie, Iieten se him it wurd ‘sjibbóleth’ sizze. It wie in gewoan wurd dat ‘stream’ bitsjutte, mar de mannen fan Efraïm koene it net goed útsprekke en seine ynpleats: ‘sibbóleth’. En elken-ien

dy't dat sei waerd troch de mannen fan Jefta deaslein. Sa foelen der tûzenen, dy deis. En it wie Jefta syn skuld net, mar de Efraïmiten hiene it sels sa wollen. Sa waerd de greatske stam van Efraïm fomedere en kaem der wer frede yn it lân.

Seis jier hat Jefta mar mear libbe en rjochter yn Gilead west; doe stoar er en waerd bigroeven yn ien fan 'e stêdden dy't er forlost hie út 'e macht fan 'e fijân. It folk fan Israël hat syn namme net fortgetten en noch lange jierren neitiid wie it wenst dat de jongfammen ien kear yn it jier de bergen yngyngen om roulieten so sjongen oer syn dochter.

Simson, de sinnesoan

OM 'E SELDE TIID DAT DE STAMmen oer de Jordaen yn 'e macht fan 'e Ammoniten wiene, fordrukten de Filistinen it lân fan Dan en Juda. Hja wiene fan gâns oar ras as de bern fan Israël, greater en ljochter en tige kriichshaftich en der wie gjin ien dy't de striid tsjin har oandoarst. Fiif greate stêdden hiene se yn 'e flakte tusken Juda en de sé: Asdod, Askalon, Ekron, Gath en Gaza en elke stêd hie syn eigen kening. Hja wiene út in fier lân kommen - fan it eilân Kreta miskien - en hiene har nou foargoed nei wenjen set yn dizze goede flakte; sels in Kanaänityske god, Dagon, tsjinnen se en hja leauden fêst dat dy machtiger wie as de Heare. Swier woech har hân op it bange Juda en it lytse Dan en swiere skatting moasten Israëls bern elk jier op 'e nij wer opbringe.

Mar ek nou forgeat de Heare syn folk net en ek nou wer woe Er har in forlosser biskikke. Der wenne yn it stedtsje Soareä, dat yn 'e stam fan Dan, flak by de Filistynske grins lei, in man dy't Manoach hiet. Hja tsjinnen de Heare, Manoach en syn frou, mar soms tochten se dat God har gram wie, hwant hja krigen mar noait bern. En nou't hja âlder waerden hiene se gjin hope mear.

Op in goede dei lykwols, doe't de frou allinne wie, kaem de Ingel des Heare op har ta en spriek: ‘Sjoch, dû silst in soan krije, dat nim dy nou to wocht en drink gjin wyn noch sterke drank en yt neat dat ûnrein is, hwant dat jonkje sil in nazireër Gods wêze; gjin skearmes sil oait op syn holle komme en hy sil in bigjin meitsje mei Israëls forlossing fan 'e Filistinen’.

Fansels wie de frou tige bliid mei dit godswurd en hja gyng nei hûs en forhelle alles oan har man. It wie suver hast to great en to moai, tochten se. Mei in gewoan bern hiene se al bliid west en nou soe har soan syn folk forlosse en al syn libbensdagen in nazireër wêze! Noch noait hiene se der fan heard dat soks koe. Nazireër, dat koe elk wurde dy't 'him foar in tiid de Heare wijde, mar dan hâldde it wer op en wie alles wer gewoan. Mar dit bern fan harres soe oan 'e dei fan syn dea ta gjin wyn drinke en noait mocht in skearmes op syn holle komme. It moast wol in bysûnder bern wêze, dizze soan dy't komme soe!

It spiet Manoach wol, dat hy der net by west hie doe't dy ingel spriek ta syn frou. Hja hie fansels sa bliid west, dat hja nearne oars om tocht hie, dat nou wisten se noch suver neat: net hoe't dy ingel hiet en net hoe't hja dat bern opbringe moasten. Dat hy bea de Heare oft er dyselde Godsman noch in kear stjûre woe om har to sizzen hoe't hja mei dat jonkje oan moasten. Hy wie op it lêst de man en it gyng him like goed oan as syn frou.

Sûnt dy deis wachte Manoach geduldich oft de boade út 'e himel ek by him komme soe. Yn it foar bitocht er al hwat er freegje soe, om neat to forjitten as it sa fier wie. En doe op in kear, doe't Manoach thús siet to wac'htsjen, kaem syn frou mei hasten it lân út wei en rôp: ‘Kom gau mei, hwant dyselde ingel is der wer dy't doe tsjin my sprutsen hat’. Yn tûzen hasten gyng Manoach har nei en ûnder it rinnen wei bitocht er him op syn fragen; nou mocht er neat forjitte, hwant dizze Godsman soe wis net foar de tredde kear komme.

‘Binne jo de man dy't dizze frou oansprutsen hat?’

‘Ja’, antwurde de Ingel.

En earbiedich frege Manoach: ‘As dan mei'er tiid jins wurd neikomt, hwat moatte wy dan dat jonkje dwaen en hwat sil letter syn wurk wêze?’ En wer antwurde de Ingel, mar it antwurd wie hiel oars as Manoach tocht hie. Krekt itselde dat Er tsjin syn frou sein hie, lei de Ingel nou Manoach op: dat hja neat fan 'e wynstôk ite mocht en neat dat ûnrein wie, dat hja gjin wyn noch sterke drank ha mocht, mar hoe't it mei de lytse soan moast, sei er neat fan. It wie krekt oft Er sizze woe: Ik haw de earste kear al sein hwat jim witte moatte en al it oare moatte jim oerjaen; ik sil dat bern fan jimmes ré meitsje ta syn wurk, dat hoege jim net to dwaen.

Manoach skamme him suver en doarst neat mear to freegjen. ‘Och’, sei er, ‘wachtsje dochs op my, dat ik in geitebokje rémeitsje en it Jo foarset’. De Ingel des Heare antwurde ‘Ik sil fan jimme spizen net ite, mar astû de Heare in offer bringe wolst, dan sil Ik sa lang wachtsje’.

En noch bigriep Manoach net dat er de Heare sels foar hie. ‘Hoe is jins namme dan?’, frege er, ‘dat wy Jo earje meije.

letter as it bern der is?' Mar ek op dizze fraech krige er gjin antwurd. 'Hwerom fregestû nei myn namme, dy't dochs gjin minske bigripe kin?'

Doe gyng Manoach nei hûs en slachte it bokje en lei it offer op in rotsblok ré. En noch mar krekt hie er it fjûr der ûnder lein en lôgen de flammen op, of hy bigriep, hwa't tsjin him sprutsen hie: yn 'e offerflam fear de Heare omheech en foar de eagen fan Manoach en syn frou waerd Er wei yn 'e blauwe loft. Dat koe net ien oars wêze as de Heare sels. Mar dan hie God sels mei syn frou sprutsen, dy earste kear en dan wie Er nou wer út 'e himel delkommen om mei him to praten! Dan hie er de hege Heare sels mei syn fragen lestich west...

En doe stiek er de hannen omheech, nei de himel en rôp 'Nou moatte wy beide stjerre, hwant wy hawwe de Heare sjoen!' Sels hie er bidden oft dy Godsman jitris komme mocht, mar hwa koe ek tinke, dat it de Heare sels wêze soe? Nou hie er sa bliid west mei dat bern dat komme soe en nou moasten se stjerre. Mar syn frou bigriep better hwat God mei har foar hie. 'Wy sille wis net stjerre', sei se, 'hwant as de Heare ús dea bigearde, dan soe er ús offer net oannommen ha en dan hie Er ús gjin bern biloofd'.

It kaem út sa't de frou it sein hie: hja stoaren net, mar op 'e stelde tiid krigen se in jonge soan. Hja wiene troch alles hinne bliid en neamden him Simson, 'Sinnesoan'. Salang't er lyts wie soe er de sinne wêze yn har stil hûs en letter, as er great wie, soe troch syn wurk de sinne fan 'e frijdom opgean oer Juda en Dan.

Hy groeide op ta in soune, sterke jonge, de jonge Simson, in bern lyk as alle oare bern to Soareä en dochs ek wer oars. Noait mocht er mei de hôven yn, as de jonges en famkes holpen by de risping fan 'e druven; noait kaem der in tooch wyn oer syn lippen, noait waerden syn donkere lokken knipt.

Doe't er âlder waerd, die it bliken dat er gjin maklik aerd hie. Faek hie er wylde buijen en bytiden swalke er fan hûs en wisten syn âlden net hwêr't er ta-hâldde. As er thús kaem woe er net fortelle hwêr't er west hie en soms waerd er sa mar wer wei. Der siet in wyld aerd yn 'e jonge en hy gyng syn eigen wegen. Dêr hiene se tige lêst fan, de âlde minsken en hja bigriepen him net. Hja hiene fêst tocht dat er in goede, fromme jonge wêze soe, dizze nazireër Gods, en nou kaem it hiel oars út. En dochs, by alle soarch om 'e wylde Simson, leauden se fêst dat it goed komme soe. De iene kear of oare soe God him ta greate dingen roppe, sa lang moasten se tiid dwaen en bitrouwe. Hy soe in bigjin meitsje mei Israëls forlossing; de Heare hie it sels sein en syn wurd komt altyd nei.

Brulloft to Timna

EN DOE KAEM DER IN DEI DAT Simson, de nazireër Gods, nei it lân fan 'e fijân teach en in jongfanke leaf krige dy't to Timna wenne. Hy wist wol dat in Israëlyt net trouwe mocht mei in heidenske frou en hy koe wol bigripe dat syn 'heit en mem it freeslik fine soene, mar hy wie wend om syn eigen sin to dwaen en dit fanke hie er nou ienris syn sinnen op set. Der wie neat oan to dwaen, de âlde-lju soene har skikke moatte.

Dat sa stie er dy jouns oer de keamer, jong en bliid, mei blinkende eagen en sei: 'Ik haw to Timna by de dochters fan 'e Filistinen in jong-faem sjoen; nim my dy ta frou'. It wie in slach foar de beide âlde minsken. In frou út it lân fan 'e fijân en dy soe trouwe mei har soan en 'heit' en 'mem' tsjin har sizze? Mar dat koe dochs net, dat soe er har dochs net oandwaen? Joech er dan nearne mear om, dy jonge? Nazireër

wie er fan syn memme skurte ôf en forsmiet er nou de wet en it gebot? Twaris wie de Heare út 'e himel delkommen om syn berte oan to kundigjen en dat er bigjinne soe syn folk to forlossen, en nou troude er mei in dochter fan 'e Filistinen! Al dy jierren hiene se him it goede foarhâlden en gyng er nou dochs noch oare wegen? Dy't de ûnbisnienen slaen moast, brullofte dy inpleats mei har? En bitter sei Manoach: ‘Is der gjin jongfaem yn hiele Israël, datst der op út moast nei dy Filistinen, dy ûnbisnienen, om dêr in frou wei to heljen?’

Simson skodholle ûngeduldich; op syn skouders dounsen de nazireërslokken.

‘Nim se my’, twong er, ‘hwant hja hat gefallichheit yn myn eagen’. Doe bigriepen Manoach en syn frou dat der neat mear oan to dwaen wie en mei in swier moed jegen se har tastimming en biloofden se, dat hja mei de âlden fan it fanke prate soene.

It waerd in swiere gnog foar de âlde minsken, dy moarns doe't hja mei Simson op reis gyngen nei Timna ta. Hja koene der noch net by dat er har dit oandie, dat de Heare dit gewurde liet. Wie dit dan it bigjin fan 'e forlossing, dizze reis om in heidenske frou? En dochs hie de Heare sels it sein en God is gjin minske, dat Er leagenje soe! Hoe tichter hja by Timna kamen, hoe mear't hja der tsjin oanseagen en hoe stadiger se rounen. It gyng Simson net hurdernôch en allinne naem er in binnepaed tusken de hôven troch. Nou soene se hjoed mei har âlden prate en in dei stelle to trouwen; it hert tilde him en hy koe wol sjonge! En doe bleau er ynienen stean; om in bocht fan it smelle paed hearde er it brinzgjen fan in liuw. Wol faker hie er dat heard, mar dan yn 'e nacht en fan fierren. En tusken dizze wyngerts mei de hege muorren koe er gjin kant út. Waerd dit nou syn ein? Mar mei't er it bist op him takommen seach, fielde er dat de geast des Heare oer him kaem, dat in frjemde krêft yn syn earmen fear. Hy wie net bang mear; hy koe alles en midden yn 'e sprong heinde er it bist en skuorde it yn twaën. Oan 'e kant fan 'e wei smiet er it deade lichem del. Dy soe him gjin kwea mear dwaen!

Hy hime net iens, doe't er fierder roun. Sa hie er, op 'e jacht, wolris in bokje útinoar skuord dat er bret hie boppe it fjûr; mear wurk hie er der net fan hawn. Dus sok ding koe er dwaen as de geast oer him kaem! Troch-en-dei wie er ek al sterk, mar dit wie hwat oars, dit wie fan God! Mei greate stappen roun er fierder. Dus de Heare holp him noch; dy wie net lilk op him dat er in frou fan 'e Filistinen naem. Syn heit en mem bigriepen it net; dy wiene bang dat er it mei de fijân hâldde om't er troude mei ien fan har fammen. Mar hy bleau dochs likegoed in bern fan Israël, al hâldde er fan dat fanke? Hy troude op it lêst net mei de Filistinen en as hja him to-nei kamen dan soe er se! As dy krêft fan God oer him kaem, dan koe er alles, dat wist er nou. Mar dêr koe men net oer prate mei oaren, dat fortelde er net iens oan syn heit en mem; dat wie in geheim tusken God en him.

Doe't hja de jouns wer nei hûs gyngen wie alles foarinoar; hja wiene it iens wurden oer de breidsskat, de trou-dei wie fêststeld en de brulloft, sawn dagen lang, soe to Timna wêze. It bigreate him wol om syn âlden, mar hy koe der ek neat oan dwaen. In dei-mannich letter al gyngen se wer nei it hûs fan 'e breid. Underweis kaem it Simson yn it sin, dat er ris sjen woe hwat der wurden wie fan 'e deade liuw. Syn âlden koene it wol fine, de greate wei lâns. Op itselde plak tusken de muorren lei it deade lichem noch, en in swerm wylde bijen gounze der boppe. Binijd gyng Simson der hinne: yn 'e deade liuw hiene de bijen in nêst mei hunich. Hy briek der in mannich skiven út en iet der ûnder it rinnen wei fan. Dat barde ek net faek: hunich út in liuw. In prachtich riedsel koe men der op meitsje:

> Spize gyng út fan 'e iter
> en swietichheit gyng út fan 'e sterke. Doe't er syn heit en mem wer ynhelle hie, joech er har ek fan 'e hunich, mar it aventûr mei de liuw fortelde er net.

Yn Timna founen se alles ta de brulloft ré; it soe oan iten noch drinken stean en de âlden fan 'e breid hiene tritich jongemannen bean om Simson selskip to hâlden de sawn dagen fan 'e brulloft. Hy bûgde djip, doe't er de tritich mannen seach, hwant it wie in hiele eare, dy't hja him oandiene, mar hy bigriep daliks wol, dat it dêr net allinne om wie. Hja hiene it net rjocht op him stean, fansels, om't er fan Israël wie en nou koene dy tritich moaije maten it each hwat op him hâlde. Hy lake ynwindich: tritich tsjin ien! Dan wiene se dus wol bang fan him! En doe't it feest goed oan 'e gong wie, dy earste joun, riisde er oerein: ‘Ik wol jim in riedsel opjaen; as jim dat riede kinne dizze sawn dagen, dan sil ik jim elk in stel klean jaen, tritich mantels en tritich linnense himden; mar as jim it net riede foar de sawnde joun as de sinne ûnder is, dan krij ik fan jimme elk in pak klean’.

De tritich Filistinen hiene der net folle sin oan. Hja fortrouden dy Daniter net fierder

as se him seagen, mar hja koene ek net mei goed fatsoen wegerje. ‘Jow op dat riedsel’, rôpen se, ‘lit it ús daliks hearre’. It soe ek wol hwat ta-falle: tritich witte wis mear as ien. Binijd seagen se nei Simson, oan 'e ein fan 'e lange tafel. It wie oft er lake yn syn rûch burd, doe't er it riedselfers sei:

‘Spize gyng út fan 'e iter en swietichheit gyng út fan 'e sterke’.

Trije lange dagen tochten de tritich mannen der oer nei en noch wisten se de útkomst net. Hja waerden der grimitich om; dy Israëlyt mocht it net winne, it soe in skande wêze as tritich it forlearen fan ien. Op it lêst hiene se oars gjin gedachten mear as dat riedsel, de wyn smakke der har sa goed net mear om en nachts koene se der net fan sliepe. It koe net: swietens út de sterke; der moast hwat achter sitte dat allinne dy Daniter wist! Mar as er miende dat hja him tritich skoandere pakken klean biskikke soene, dan wie er fier mis! Der wiene noch oare wegen. En de moarns fan 'e fjirde dei namen se de breid apart en seine ‘Biweech dyn man dat er dy dat riedsel forklearret en siz it dan tsjin ús; oars sille wy dy en dyn heite hûs mei fjûr forbaerne. Hwat miene jim wol, dat jim ús tritich pakken klean ôfsette sille?’

De jonge frou waerd tige bang, doe't hja dy driigjende wurden hearde. Hja mienden it, dat seach se wol en it gyng net om dy klean, mar hja gunden Simson de eare fan 'e oerwinning net. Hja wist earst net hoe't se soe. It gyng fansels ek om 'e eare fan har eigen lân en it wie ek net moai far. Simson, dat er it har net forteld hie. Hy soe wol lilk wurde, mar dan moast er mar net sa efterhâldend wêze. Hwat man hat yn 'e brulloftswike al geheimen foar syn frou? ‘Goed’, sei se, ‘ik sil myn bêst dwaen’.

Dyselde deis noch frege se it, mar Simson woe it net sizze. ‘Der binne dingen’, sei er earnstich, ‘dy't in man net fortelle kin. Dat is hwat tusken God en my en sels ús heit-en-dy witte it net. Freegje my net mear, hwant it jowt dy dochs neat.’ En doe bigoun se him nammerstomear to fergjen. ‘Dû koest my wol haetsje’, sei se forwitend, ‘ynpleats fan my leaf to hawwen.’ Mei de holle foardel siet se by de tafel; tusken har fingers troch dripten greate triennen. It bigreate Simson troch alles hinne; in breid dy't op 'e brulloft skriemt, mar hy sei it net. Doe waerd se lilk en stume de hiele lange dei en woe neat fan him witte.

En de oare deis bigoun se al wer en forwiet him dat er neat om har joech en skriemde lang en bitter. De blide brulloftsdagen forjoech se mei har gûlen en kleijen en de jouns siet se mei reade eagen oan 'e feesttafel. It duorre oant de lêste dei ta en doe koe Simson it net langer úthâlde. Gjin fijân koe him oer mei syn skerpe wapens, gjin liuw yn it fjild koe him forskuorre, mar dizze frou dêr't er fan hâldde oerwoun him mei har triennen. Mei de sterke earmen om har hinne fortelde er har alles. Bliid lake se troch har triennen hinne. ‘Nou wit ik datst fan my hâldst’, sei se, ‘en nou is alles goed tusken dy en my.’ Mei syn bûnte mantel fage er har eagen ôf. Doe glûpte se stil de keamer út en forklapte alles oan har lânslju.

Dy jouns oan tafel, noch foar't de sinne ûnder wie, riisde ien fan 'e mannen oerein. ‘Wy moatte noch altyd dat riedsel sizze’, sei er. ‘It wie net iens sa botte slim: de breidgeman sil ris in Iiuw forslein ha en faeks hat er hunich foun yn it deade lichem. Hwat is swieter as hunich en hwat is sterker as in liuw...?’

It bloed fleach Simson nei de holle. Hy bigriep dat syn frou him forret hie. Hoe koe se it dwaen, de sawnde deis fan har trouwen? Mei de holle oan syn skouder hie se skriemd en doe wie se hinnegien en hie syn geheim forklapt. En dy tritich keardels hiene har fansels drige! Hy seach har lyk oan. Ynwindich wie er razend, mar hy liet it him net skine. ‘Hiene jim net ploege mei myn keal, jim soene myn riedsel noait foun hawwe’. Doe riisde er oerein en roun de doar út, de stille fjilden oer. Troch de koele joun gyngen syn forwoedene stappen. Hja hiene it woun, dy tritich ûnbisnienen, dat hja soene har pakken hawwe. It slimste wie net dat hja him dy priis ôfsetten; it slimste wie dat syn frou him forret hie en dat er har noait wer fortrouwe koe. It wie as wie er syn breid kwytrekke dizze lêste brulloftsjoun. Mar hy soe him wreke. Hy hate se, dy falske Filistinen, dy't fan gjin trou wisten. Tritich pakken klean! Dy soene se hawwe, al hiene se it net earlik woun.

En al rinnende, krekt as doe tusken de hôven fan Timna, fielde er dat dy wûndere krêft wer yn him kaem. Dizze nacht koe er alles en doarst er alles.

Yn in lyts doarpke, net fier fan Timna rekke er mei de Filistinen yn 'e slach. Tritich sloech er dea mei syn hurde fûsten; doe doarst gjin ien it mear tsjin him op to nimmen en alles fleohte yn 'e huzen. Koelbloedich strûpte er de tritich deaden de klean út en boun mantels en himden ta in machtige bondel kear. Doe gyng er werom. Oer de buorren leine tritich liken, wyt en neaken yn it moanneljocht...

Doe't er let yn 'e nacht wer to Timna kaem wie it ljocht noch op en gyng noch de dounsmuzyk. Dus de brulloft gyng troch, tocht er bitter, ek al wie de breidgeman fuort! Hy bounze op 'e doar en rôp de brulloftsmaten. Doe't se bûten kamen smiet er har it pak klean foar de fuotten. ‘Jimme klean’, sei er mei bitende spot. ‘Earlik is earlik. Allinne binne se net gloednij, mar dat hie ik der ek net by sein.’

En doe sette er de stap nei syn heite hûs to Soareä. Dizze nacht koe er syn frou net sjen. Hy moast tiid ha ear't er har dat falsk forrie forjaen koe...

Fansels koe er net lang lilk bliuwe, dy wylde Simson en in pear dagen letter wie er al wer op reis nei Timna. It wie syn frou har skuld ek net; hwa wist hwat dy tritich keardels net tsjin har sein hiene. Hy roun mei sterke, moedige stappen. Strak wie er wer by syn jonge frou en dan woe er noait wer rûzje meitsje. It wie ek net goed fan him dat er doe mei de lilke kop fuortroun wie. Mar nou kaem er net mei lege hannen; yn in draechkoer oer de skouders droech er in bokje. As hja woe soe er it slachtsje, dan hiene se in gastmiel joun, mar faeks woe se it hâlde, in oantinken oan dizze frjemde rûzje... Lûd kloppe er op 'e doar en wachte. Miskien siet syn frou nou yn 'e keamer en skriemde fan langst nei him. Hwat lieten se him lang wachtsje. Doe gyng de doar iepen. Syn skoanheit kaem foar. Hy seach wûndere bidêst en stammere der frjemd yn om. Stil mar, âlde, tocht Simson, ik doch dy neat. ‘Lit my der yn’, sei er, ‘dat ik nei myn frou ta gean kin’. En noch bleau dy man foar de doar stean. Simson stie yn bistân om him oan 'e kant to setten. Hy koe hjir dochs fêst de hiele dei net stean? Doe foun de Timnyt dan einlings de goede wurden: ‘Wy tochten mar fêst datstû dyn frou hatest en datstû noait werom komme soest. Dêrom haw ik har jown oan ien fan dyn brulloftsmaten...’

It wie Simson oft er in slach foar de holle krige. Hiene se syn frou, syn eigen breid, oan in oaren-ien jown? De frou dêr't er de breidsskat foar jown en mei brullofte hie? Hy hearde de Timnyt noch praten oer in jongere suster, dy't tsjepper wie en dy't er ynpleats wol krije koe. Miende dy keardel nou wier dat hja him syn frou ûntstelle koene en dat er him dan mei har suster 6fskepe liet? It wie syn skoanheit en de man wie âlder as hy, mar oars sloech er him oer syn falske snút! Hy draeide him om. ‘Nou hawwe de Filistinen my neat to forwiten as ik har kwea doch’. Sûnder om to sjen gyng er fuort. Oer syn skouder blettere it bange bokje.

Dizze kear gyng er net nei hûs. Syn âlden soene neat bigripe fan syn fûl fortriet, fan syn langst nei de frou dy't nou fan in oare man wie. Miskien soene se noch bliid wêze dat er dy Filistynske nou dochs net krige. Hy gyng de bergen yn en dêr wenne er yn in spelonk. Moarns siet er dêr en wrokke ûren lang en bitocht him op 'e wraek dy't er nimme soe; de gleone middei forsliepte er, mar de jouns forgeat er alles en gyng er op jacht. Dy wylde nachten koe er syn fortriet forjitte. Yn koarte tiid hie er trije hûndert foksen fongen. Libben sleat er se op, earne yn in hoale.

En doe kaem de nacht fan syn wraek. Twa by twa sleepte er syn foksen nei de rânne fan 'e bosk. De bisten klauden en bieten nei him; it bloed roun him by de hannen del. Hy lake der om. Mei syn sterke knibbel twong er se oer de groun en boun se mei de sturten oan elkoar en tusken elk pear sturten boun er in baernende fakkel. Doe liet er se rinne, de fjilden yn dêr't it ripe nôt fan de Filistinen noch op stannen stie. Op in inkeld fjild stie de weet al yn stûken, mar der wie noch neat ynhelle; it wie noch yn it bigjin fan 'e risping. It waerd in drokke nacht; it swit briek him út en it wie al let doe't it lêste pear foksen jankend it fjild oer stoude.

Oan 'e rânne fan 'e bosk stie Simson en seach de flammen dounsjen. It iene stik nei it oare sprong yn 'e brân. Reek prike yn

eyn noas; it janken fan 'e foksen wie him in wylde muzyk. En al mear wreide dy fûle brân; fierder as er hjirwei sjen koe. Hiele ikkers baernden al; en omfierrens yn 'e olivehôven sloegen de flammen út de droege beammen. Wiken hie it al droech west en alle dagen tilde de groun fan hjittens en dizze nachten dauwe it net.

Lang stie er dêr en dronk er syn wraek. Hja hiene it fortsjinne, dy ûnbesnienen! Syn frou hiene se oan dy oare jown; nou joech er har risping oan 'e flammen. It wie in geniet om hjir to stean, om de rook fan 'e brân op to snuven, om de douns fan 'e flammen oan to sjen, om to tinken oan 'e Filistinen en hoe't dy opsjen soene...

Doe't de brân útwoede wie en de lêste foksen dea, leine de fjilden swart om 'e Filistynske doarpen. Hiele wyngerts wiene forbaernd; yn 'e olivehôven stiene de neakene swarte stammen. De Filistinen kamen gear en diene ûndersyk hwa't skuld hie oan dizze ramp. Lang hoegden se net to sykjen: der wie mar ien dy't sa wraek nimme koe. ‘Simson hat it dien’, seine se, ‘omdat dy Timnyt syn frou oan in oaren ien jown hat’. Dus dy man fan Timna hie de measte skuld. Hwat die er syn dochter ek to jaen oan dy wylde Daniter? Dit kaem der nou fan: forskroeide fjilden, forbaernde hôven, honger en earmoed yn 'e doarpen en dan de skande noch! Dy Timnyt hie de dea fortsjinne!

In binde Filistinen teach op en triek Timna yn. Hja namen de skoanheit fan Simson, syn frou en de hiele famylje en spikeren de doar ticht. Doe bisingelen se it hûs en stieken it yn 'e brân. Net ien kaem der libben út. Sa namen de Filistinen wraek! Dy Israëlyt hie har nôt forbaernd, nou forbaernden sy syn frou!

Doe't Simson der fan hearde, wie it to let om har noch to rêdden. Mar hy kaem noch op tiid om har to wreken. Tichte by Timna trof er se, de binde dy't him sels net oan doarst en ynpleats syn frou formoarde. Yn wylde woede foel er op har oan. Noch noait hie er sa fochten. De iene nei de oare sloech er tsjin de groun en briek er de skonken. Sa krigen dy leffe moardners har lean; mar syn frou koe er it libben net wer jaen.

Nei dy wylde slach gyng er wer de bergen yn, wrokjend en bitter. Noch noait hie er de Filistinen sa fûl hate. Dat er sels ek skuld mei hie, dêr tocht er net oan. In lang skoft kaem er net ûnder de minsken en wenne er yn in rotshoale.

De rjochter Simson

FANSELS LIETEN SE IT DER SA NET by sitte, de Filistinen. Yn al de jierren dat hja hearske hiene oer Juda en Dan hie net ien yn Israël de hân tsjin har opheve en nou makke dizze Simson har to skande. Hy wie yn steat, dy Israëlyt, en rop it hiele folk tsjin har gear, lyk as Jefta dien hie yn it lân fan Gilead. Dat ûnforwachts trieken se oer de grins en sloegen de tinten op by Lechi; út dat kamp wei stroopten har binden yn 'e doarpen fan Juda.

It kaem net by de mannen fan Juda op om de striid oan to gean. Hja hiene sa lang de fijân al tsjinne en it leger fan 'e Filistinen wie sa sterk en sa wreed: it soe gjin sin hawwe en bigjin der tsjin. En dat God har helpe koe, dat Er wol earder mei in lytse kloft in greate forlossing jown hie, dêr tochten se net oan. Hja stjûrden boaden nei Lechi dy't om frede freegje moasten. Hiene se net altyd trou dien hwat har oplein

waerd? Hiene se net altyd op 'e tiid de skatting opbrocht? Hwerom foelen se dan nou Juda yn mei moart en brân?

De oanfierder fan 'e Filistinen sei koart en klear hwêr't it op stie. Dizze reis gyng it net om Juda, mar it wie har allinne om Simson to rêdden. As hja frede woene, de mannen fan Juda, dan hoegden se mar ien ding to dwaen: Simson bine en oerleverje en fuortynienen soe er syn legermacht werom nimme. Mar woene se dat net - dan gyngen alle doarpen yn Juda plat, dan sloegen se alles dea dat har foar de fuotten kaem. Dat sa stie de kar: de ûndergong fan har lân òf de Daniter Simson.

De âldsten fan Juda stiene net lang yn bistân. Hja koene har skoan yntinke dat Simson dy Filistinen hate - sels gunden se dy ûnbisnienen alle kwea! - mar hy hie ynsjen moatten, dat it sa net koe. Hy wist dochs wol dat de fijân de macht hie en dat al syn oerwinningen op Juda forhelle wur-

de soene. Sels siet er heech en droech yn syn feilige rotskleau en hja krigen de rekken thús. It wie suver syn eigen skuld dat de Filistinen him ha moasten, hwat biweegde er ek en trou ien fan har froulju?

Fuortdaliks rôpen se de mânlju op út 'e bidrige doarpen en trije tûzen man sterk gyngen se op mars om Simson op to heljen. Hy soe dochs net tsjin syn eigen folk bigjinne? En as er him al net krije litte woe, dy nuvere foksefanger, mei sa folle man wiene se him fêst wol treast. It wie wol spitich dat it moast, en in maklike reis soe it net wurde, mar it koe net oars. It wie op it lêst better dat ien man stoar as dat hiele Juda ûndergyng!

Simson forkearde noch altyd yn 'e selde rotskleau dêr't er hinne gien wie nei de moart op syn frou. Noch noait koe er der oer hinne komme hwat hja him oandien hiene. Al wie it dan syn eigen frou al net mear, dêrom koe er har noch net forjitte. Sa jong wie se noch en sa moai, en dan sa'n wrede dea to stjerren. Soms fleach it him oan en hie er oanstriid om de Filistinen to oerfallen, om noch mear fan har del to houwen as yn dy lêste fûle slach. Dan bitocht er him ek wer: hwat sin soe it hawwe? Syn frou krige er der net wer mei werom...

Op in dei seach er yn 'e fierte in kloft minsken kommen, in grize biwegende wolk fan wapens. In leger kaem op him ta. Filistinen! Twa, trije tûzen man om him allinne! Hy smiet de holle yn 'e nekke en rekte de earmen. Se mochten komme, de rekken wie noch net earlik lyk!

Doe't se tichterby kamen seach er dat it gjin Filistinen wiene, mar gewoan boerefolk dat it ark der hinne bruid hie en de wapens nommen. Mannen fan Juda! Hiene se nou dochs har nocht fan 'e fordrukking? Soe der nou dochs in ein komme oan dizze lange skande? It hert sloech him fan blidens. Nou kamen se om him to heljen, nou soene se him freegje oft er har lieder wurde woe. Sa wiene, jierren lyn, de âldsten fan Gilead by Jefta kommen; sa kaem nou hjoed Juda by him. En alle leed fan dizze lêste wiken, alle fortriet om dy deade frou, foel by him wei. In greate dei wie dit... Hy bigoun to twiveljen, doe't er seach hoe't dat machtich leger de heuvels bisette en alle wegen nei syn hoale. In mannich mânlju kamen op him ta, mannen op jierren al, wurch fan de lange mars en bûgd ûnder gâns soargen. Wiene dit nou mannen dy't sin hiene oan 'e striid en dy't har libben oer hiene foar de goede saek? En hwerom seagen se him sa frjemd oan, krekt as skammen se har?

Har earste wurd wie in forwyt. ‘Wisten jo net, Simson, dat de Filistinen oer ús hearskje? Hwerom hawwe jo ús dit dan oandien? Nou stean de binden fan 'e fijân yn ús lân; ús mânlju falle troch it swurd, ús froulju en bern geane yn slavernij, ús huzen geane yn flammen op. Moast dat nou sa?’

Simson lake forachtlik. ‘Hja hiene it fortsjinne’, sei er bitter. ‘Sa't hja my dien hawwe, sa haw ik har weromdien’.

Ien fan 'e âldsten naem it wurd. ‘Wy binne kommen om jo to binen en oer to leverjen oan 'e Filistinen. Allinne as wy jo opofferje, binne se ré om Juda to sparjen. It muoit ús dat it sa moat, mar it is better dat jo allinne stjerre, as dat ús hiele folk der oan giet’.

Simson bûgde de holle. Dus dàt wie it boadskip dat Juda oan him hie. Dêrom hiene se dus de mars nei syn hoale makke en him bisingele. Ynpleats dat hja as ien man tsjin de fijân stiene en fochten foar de frijdom, hiene se him oan 'e ûnbisnienen forkocht. Frede, frede... Dat wie it iennichste dat dit leffe folk bigearde! En hy mocht

de priis bitelje mei syn bloed en syn libben! Heare, tocbt er, is dit nou jins eigen folk? Binne dit nou Israëliten, dy't foar de heidenen yn it stof krûpe en har foarman útleverje? Hy rôle de fûsten op. Soe er se ûtinoar slaen, dit leger fan Juda en troch har bisingeling brekke, de frijdom to-mjitte? Hja hiene it oan him fortsjinne, dv slave-sielen.

Mar tagelyk wist er, dat er dat noait dwaen koe. It wie dochs syn eigen folk, syn eigen flesk en bloed. Der soe net fan Simson sein wurde dat er tsjin syn lânslju focht. Dan wie it noch better dat er him oerjoech. Koe it dan Gods wollen wêze dat er him as in offerlaem slachtsje liet foar syn folk? Koe syn dea dan it bigjin fan 'e forlossing wêze, dêr't de Ingel fan sprutsen hie? Moast troch syn offerdea de moed fan dit folk wer wekke wurde?... It wie al swier Hy wie noch sa jong en it libben wie sa

moai. Ferge God dit heechste offer fan him?... Of wie dit syn straf om't er syn eigen folk forgetten hie en allinne om himsels tocht. Oan't nou ta hie er net fochten foar syn folk, mar hie er allinne striden foar syn eigen rjocht. Om't er fochten hie om in frjemde frou, moast er dêrom nou stjerre foar it eigen folk? As God it dan woe, dan moast it.

Hy stiek de earmen út. ‘Byn my mar’, sei er earnstich; ‘ik hin ré. Mar ien ding moatte jim my swarre yn 'e namme des Heare, dat jim net op my oanfalle as ik boun bin’. De mannen fan Juda stieken de hân omheech. ‘Bine sille wy jo, dat ha wy ta-sein, mar deadzje, dat sille wy jo wier net dwaen’. Doe wonken se in pear sterke keardels en dy bounen him mei twa nije touwen. Stiif stringen se it tou om him hinne; it snijde yn syn earmen; it bisette him suver. Dizze selde earmen hie er de Filistinen mei slein, hie er de Iiuw mei forskuord, de trije hûndert foksen fongen. En nou wiene se boun. Dat bytsje pine fan dy touwen dat wie it slimste net; de skande dat wie slimmer. En dat syn eigen folk him dit oandie...

Yn it kamp fan Lechi seagen de Filistinen him kommen. Dus dat wie dy rûge Daniter nou, dy't har binden sloech en har risping yn 'e brân stiek. Nou wie er boun en de holle mei de sawn lokken bûgd; nou wie it dien mei syn brike setten, nou wie de foksefanger fongen, nou soe de deader stjerre! Doe taestten se nei it skerpe swurd en mei in wyld jûchhei sprongen se it kamp út, Simson yn 'e mjitte.

Hja kamen krekt to let. Hwant mei't de jubel fan 'e Filistinen yn syn earen klonk, fielde Simson dat de geast des Heare wer oer him kaem. Hy skuorde de holle omheech; djip helle er de lucht yn syn longen. Doe spande er de spieren en de nije touwen knapten los. By syn fuotten lei it kaekbien fan in ezel, noch farsk en hurd en yn 'e rin wei pakte er it op. Mei in fûle slach briek er de earste fijân de plasse; de twadde en de tredde foelen der oer hinne. Doe stoarme in hiele kloft op him ta, de bleate wapens yn 'e fûst. Simson lake. Hja mochten komme, dy ûnbisnienen. As in smid syn swiere moker, sa swaeide er dat ezelskakebien. Gjin slach wie mis. Sa hie er noch noait fochten. Nou gyng it net mear om eigen wraek, nou focht er net om in frou, nou gyng it foar lân en folk, nou wreke er des Heare wraek oan 'e heidenen. ‘Hy sil in bigjin meitsje mei Israëls forlossing...’ O God, nou màkke er bigjin.

Hy hâldde net op ear't de lêste Filistyn flechte wie. Om him hinne leine de deade fijannen; it hiele fjild wie der mei bisiedde De âldsten fan Juda wiene nearne mear to sjen. Net ien hie in hân útstutsen om him to helpen. Allinne hie er in leger slein. Noch noait hie ien man sa'n oerwinning bifochten. Dit wie, hwat Jozua sein hie yn âlde tiden ‘Ien man fan jimmes sil tûzen jeije...’ Doe swaeide er noch ien kear syn wapen en jubele:

‘Mei in ezelskakebien haw ik ien kloft, twa kloften, Mei in ezelskakebien haw ik tûzen man forslein’. Doe smiet er it kakebien fuort en neamde dat plak: ‘Ramath-Lechi’, dat bitsjut: Kakebienshichte.

Doe't er ta himsels kaem, nei de gleone koarts fan it fjochtsjen, wie er wurch en toarstich. Dy frjemde krêft wie fan him gien; as de Filistinen him nou founen en jitris oanfoelen, soe er net wer winne kinne. Stuitlich roun er oer it slachfjild en seach alle kanten út. Hjir wie nearne wetter, gjin beek noch boarne. Hy liet him falle en lei to hymjen yn 'e gleone sinne. Moast er hjir nou stjerre fan toarst? Soene se him hjir nou

fine, dy ûnbisnienen? Dan mocht God syn folk genedich wêze, as hy der net mear wie...

Mar dyselde God dy't syn folk biwarie koe, dy koe him dochs ek helpe? Hy wie syn nazieër dochs en sels hie de Heare him roppen ta de striid foar syn folk? Hy moast bidde, démoedich bidde en smeekje, krekt salang oant de Heare holp. Hy heve in mêdde hân omheech nei de blauwe simmerloft. Mei muoite kamen de wurden oer syn toarre lippen. ‘O Heare, Jo hawwe troch de hân fan jins tsjinstfeint dizze greate forlossing jown en soe ik nou stierre fan toarst en falle yn 'e hannen fan dizze ûnbisnienen?’

Doe glimke God yn 'e himel en spjaltte de groun dêr't Simson lei. De toarre ierde joech wetter op en hy dronk en syn geast kaem wer yn him. Hy wie tige bliid en tige tankber. Nou wist er dat de Heare him net forgeat en dat Er him helpe woe,

ek as er swak wie en gjin macht hie. Fjochtsje koe er en yn 'e krêft des Heare wie er in ieger oermânsk, mar hy koe ek bidde, en biddend oerwoun er syn God. Hy koe greatsk wêze - '...Mei in ezelskakebien haw ik tûzen man forslein' - mar nou wist er dat God de dimmene heart. Nei dy greate dei gyng er net werom nei syn hoale yn 'e rots. Net mear stúmje woe er om hwat de Filistinen him oandien hiene, net mear skrieme om in deade frou, mar hy soe útgean nei syn folk en as rjochter stean oer Juda en Dan. Nou wist er, better as earst, dat de Heare mei him wie, ek as er sels yn sûnde Iibbe en op forkearde wegen gyng. God hie mei him dwaende west, ek as hy net om Him tocht, sels op dy frjemde brulloft, doe't er de freonskip fan 'e fijân socht. En it wie net bûten God omgien, al dat leed dat de Filistinen him oandien hiene: it forrie fan syn jonge frou, har wrede dea, alle skande en hún. Nou wist er, dat er net by de Filistinen hearde, dat syn plak net to Timna wie, mar yn it âlde doarp fan Soareä, by syn earme, fortrape folk. Nou wie er hwat er wêze moast en hwat de Heare him ha woe: nazieër Gods en fjochter foar syn folk.

Tweintich lange, goede jierren rjochte er Juda en Dan.

Gaza, de sterke stêd

NOCH FAEK, YN 'E TWEINTICH jier dat Simson as rjochter stien hie, hiene de Filistinen bisocht om him yn hannen to krijen. It wie har doel net om him fuort to deadzjen; sa maklik soe er der net ôfkomme, dy wrede Daniter. Forblynje soene se him en as de minste slaef soe er rinne yn 'e mounle. Mar hwat hja ek útfounen, hja krigen har fijân net; elke ynfal yn it lân fan Juda, elke oanslaoh op Simson roun út op skande en skea en it kaem op it lêst sa fier dat gjin ien mear in hân nei him útstekke doarst. Soms doarst er it bistean en swalkje allinne en sûnder wapens troch de doarpen fan Filistéa en nimmen wist hwat er mei dy reizen foar hie. Woe er faeks it lân bispiede en hie er plannen om mei in leger op to tsjen en de stêdden oan to fallen? Hy wie der neat to goed ta. En yn elk doarp dêr't er troch kaem, de noas yn 'e wyn en dy sawn swarte lokken yn 'e nekke, gyngen de minsken foar him út 'e weî en hâldden de bern op fan boartsjen.

Op in kear triek Simson wer dwers troch it lân fan 'e Filistinen, alhiel oan Gaza ta, dat yn it úterste Suden leit, deun by de Greate Sé. It wie, foar dy tiid alteast, in greate stêd mei hege muorren en in sterke poarte en net om 'e nocht hie it yn âlde tiden dy namme Gaza krige; de Sterke, bitsjutte dat. In moaije namme, tocht Simson, mar gjin stêd wie sa sterk dat hja him der ynhâlde koene. As er woe gyng er de stêd yn en bleau er der in nacht! Nei al dy rêstige jierren to Soareä, hie er sin oan sa'n aventûr. En dy ûnbisnienen koene him dochs neat dwaen.

Biret gyng er de poarte troch en de smelle strjitte yn. Dryst kloppe er op 'e doar fan in soarte herberch, dêr't in frou allinne wenne. Hy koe har net, mar dat wie alhiel gjin biswier, sa krekt seach dy Filistynske net; hjoed sloech se mei de iene reizger om en moarn hie se wer in oarenien. Dat hy mocht bêst in nacht by har bliuwe, dy Israëlyt mei syn lange lokken, as er mar bitelle...

De kening fan Gaza sloech de hannen yninoar doe't er hearde dat Simson yn 'e stêd wie. Hwa hie dat tinke kinnen, dat er sa ûnnoazel yn 'e fâlle rinne soe? De foksefanger fan Timna! Nou wie er sels de foks! Der moast fuortdaliks in sterke wacht nei de poarte, dan koe dy him oerfalle as er de moarns bitiid wer ôfstiek. Dat wie yn elk gefal better as dat hja him yn 'e herberch oanfoelen.

De hiele lange joun sieten de wachters yn 'e tsjustere poarte-keamer. In lange, swiere wacht soe it wurde en net ien mocht sliepe; nammers, hwa soe ek sliepe kinne mei sok in fijân yn 'e stêd? It wie nou sahwat tolve ûre. Midnacht. De ûre fan 'e kweade geasten. Hja huveren yn 'e koele nacht, mar it wie miskien net iens fan kjeld allinne.

En doe skrillen se yn-ienen op en taestten nei de wapens. Oer it poarte-plein kamen stadige, swiere stappen. Yn it ljocht fan 'e moanne seagen se him kommen. Hy roun sa rêstich as wie er yn syn eigen stêd,

by syn eigen folk. Nou wie er yn it skaed fan 'e muorre en seagen se him net mear. Flak by har lâns roun er op 'e poarte-duorren ta; hja hearden it risseljen fan syn mantel. Hy soe dochs net miene dat de poarte nou noch iepen wie? Hark, nou rattele er oan 'e swiere balke dêr't de beide doarren mei ticht sieten. Nou wie it de tiid om ta to slaen. Ien man koe it dwaen: him fan efteren bislûpe en ear't er it wist, hie er de skerpe dolk yn 'e rêch. Spitich, dat it hjir sa neare tjuster wie en men net sjen koe hwêr't men stiek. En ien misse stjit bitsjutte de dea... It wie dochs better dat hja wachten oan 'e moarntiid ta. Hwant hy soe dochs werom moatte nei de herberch; dy poarte krige ien man net iepen. En wilens stie Simson by de duorren en taestte oer it hurde hout. Twa machtige posten, mei in swiere balke der foar lâns en dûbele doarren. Hy wrikte in pear kear oan 'e slútbeam en fielde dat it meijoech; hy wie wer like sterk as doe mei dy liuw en letter, doe't er by Lechi focht. Tûzen fijannen koene him net oer en de poarten fan Gaza koene him net keare. Doe sette er him to skoar en skuorde posten en duorren út 'e muorre los; der wie in lûd fan brekkend hout, fan fallend pún, de plof fan swiere stiennen. Hy bûgde de sterke rêch en naem alles op 'e skouders, de beide posten, de dûbele doarren, de balke. Mei wisse stappen roun er it fjild yn, it Easten yn, de kant op nei Juda...

Yn it poartegebou sieten noch altyd de wachters en doarsten gjin lûd to jaen. Hie er in doar losbrutsen, dy wyldeman en wie er nou dochs noch ûntkommen? Hoe wie it mûglik, sok hout en mei koper bislein. En hwat soe de kening sizze, as er hearde dat hia de fûgel oer it net fleane litten hiene? In moaije fûgel! Om har mocht de kening sels dat munster fange! Doe't hja gjin stappen mear hearden kamen se nei bûten. Fan bare ûntsetting heven se de hannen omheech. Dêr't niist de swiere poarte wie yn 'e mânske, donkere muorre, gappe nou in brede bres. En oer de flakte yn it Ijocht fan 'e moanne, roun dy Daniter mei de beide doarren en de beide posten. Dit wie gjin minskewurk; it moast in tsjoender wêze, dy Israëlyt. Soks, dêr koe gjin ien foar. Sels de kening soe dit ynsjen moatte.

Letter founen se de poarte wer, in ein yn Juda op, heech op in heuvel yn it sicht fan Hebron. In rige sterke oksen sleepte him wer nei Gaza. It hie gjin minske-libbens koste, dizze kear, mar de mannen fan Gaza doarsten tiden lang de holle net opstekke. Hja moasten dy Simson hawwe; as it sa troch gyng waerd Filistéa in spotslach by de folken.

'*De Filistinen oer dy, Simson!*'

IT WIE OFT SIMSON NEI DY SKIEDNIS to Gaza noch dryster waerd: hy triek troch it lân fan 'e Filistinen hwannear en sa faek as er woe en it like soms as joech er neat mear om de wet en de sede fan syn folk. Al ridlik gau krige er kunde oan in frou dy't by de beek Soarek wenne, net iens sa fier fan Soareä ôf. Hja wie net troud en Simson woe ek net mei har trouwe - ien brulloft by de Filistinen wie to-wille genôch! - mar likegoed kaem er faek by har en libben se as man en frou. Hy wist wol dat it in swiere sûnde wie, mar hy koe it net litte, sa hie dat wyld jong frommis him yn 'e macht. Hy woe ek net oars. Hy wie dochs fêst âld en wiis genôch om op himsels to passen? Koe hy der dan hwat oan dwaen, dat er fan Delila hâldde en net sûnder har koe?

Doe't de fiif keningen fan 'e Filistinen hearden dat Simson syn komst hie by dy frou oan 'e beek Soarek, teagen se op in kear mei syn allen nei Delila ta. Dy Simson dy't de mânlju fan Filistéa oer koe, hie al ris earder bilies jown foar in frou; miskien

wie dit de kâns dêr't hja sa lang al nei útsjoen hiene. It kin soms bislaen dat de triennen fan in frou deadliker wapens binne as swurd en spear. Yn elk gefal koe it bisocht wurde.

Delila seach wol frjemd op doe't dy fiif mannen kloppen oan har doar. Fiif keningen tagelyk op bisite, dat kaem har alle dagen net oer. Hja bigriep fuortdaliks wol dat it om Simson to rêdden wie. Hja lake greatsk. Fan alle froulju yn it lân fan 'e Filistinen joech Simson allinne om har! En allinne by har kamen de foarsten fiifrisom!

...dan soe se him earst alhiel kenne, har sterke helt!

De keningen praetten der net om hinne. ‘Dy Daniter dy't hjir by dy syn komst hat, is in fijân fan dyn foìk en dû moatst ús helpe om him yn 'e macht to krijen. Doch dû nou dyn bêst en bilês him en sjoch to witten to kommen, hwêr't er dy greate krêft wei hat en fortel ús dan hoe't wy him oer kinne om him to binen. It hoecht net forgees fansels: as wy him wier yn hannen krije, sille wy dv elkmis alve hûndert sikkel sulver jaen.’

Delila's donkere eagen glinsteren. Dat keningen royael bitellen, dat lei yn 'e reden, mar dat hie se noait tinke kinnen. Fiif en fyftich hûndert sulversikkels sa folle hie se noch noait byinoar sjoen, lit stean sels ryk west. It wie gjin moai wurk, in man to forrieden, dy't safolle mei har op hie mar sa'n slompe jild, dat koe men net slûpe litte. En it wie ek wier hwat de foarsten seine: hy wie de greatste fijân fan har lân. It koe gjin kwea wêze as hja him oerlevere. ‘Goed’, sei se, ‘ik sil myn bêst dwaen’.

De earste kear dat er wer by har kaem bigoun se der oer. Hoe kaem it dochs dat er har noch noait forteld hie hwêr't er dy greate krêft wei hie? It wie in geheim dat bigriep se wol, mar tusken him en har hearde gjin geheim to wêzen. Hja woe it sa graech witte; dan soe se him earst alhiel kenne, har sterke helt. Hoe koe er boun wurde dat er machteleas wie as alle oare minsken? O, hwat soe dat moai wêze as hja ien kear sterker wêze soe as de sterke Simson. Ien kear mar, dan praetten se der noait wer oer en gjin ien bûten har beiden soe der fan witte. Hja krûpte him oan en flústere: ‘Fortel my alles, Simson’.

Simson antwurde net. It kaem him yn it sin hoe't al earder in frou him frege hie nei it geheim fan syn krêft. Doe hie er swak west, mar doe gyng it ek allinne mar om in riedsel. Dit wie hwat oars. Nou gyng it om hwat tusken God en him wie, om syn nazireërskip, om syn wurk as rjochter. Dit koe er net sizze tsjin ien dy't net fan syn folk wie. ‘It kin net’, sei er earnstich. ‘Ien kear haw ik in frou to folle sein en it hat har de dea dien; de dea yn 'e flammen. Fergje my net Delila!’ Mar hja frege dochs wer. Dy oare frou wie in forriedster; it hie har eigen skuld west dat hja sa raer oan har ein kommen wie. Tocht er dat dan ek fan har? Fortroude er har dan net better? Der blonk in trien yn har donkere eagen. ‘O, Simson...’

It bigreate him, mar hy koe it net sizze. Djip yn syn hert sei in stim: Gean by har wei, Simson. It kin nou noch; der komt in tiid dan is it foar altyd to let. Dû hast ienris swak west: wês nou sterk. Hy lake syn soargen fuort. Sa slim wie it net. Hy sei it noait. Delila miende it net sa slim, mar it wie om har sels better dat hja it net wist. Hy sette in earnstich gesicht, mar yn syn eagen fûnkele de spot. ‘As hja my bounen mei sawn nije selen, dy't net fordroege wiene, dan soe ik swak wêze as oare minsken’.

Delila praette der net fierder oer. Hja bearde dat hja tige bliid wie, mar hja fortroude it mar heal. It gyng har hast to gau en to flot. Mar it moast al bisocht wurde; men koe noait witte en sawn wie op it lêst in hillich getal. Dat doe't Simson fuort wie, stjûrde se in boade nei de foarsten om sawn nije selen en om in wacht soldaten dy't se forbergje koe yn har syd-keamer, de deis dat hja him forwachte. Hja koe hast gjin tiid dwaen, sa binijd wie se, oft Simson har de wierheit sein hie of net.

Doe't er wer foar har doar stie, de stelde dei, ûntfong se him fleurich en goed; de bêste spizen diste se op en alles dat er frege joech se him. Fuort nei it miel, doe't hja to-gearre sieten sei se yn-ienen: ‘Simson, lit my dy nou bine; ik wol sjen of ik nou wier sterker bin as dy.’ Simson lake en liet him bine; hy frege net ienris hwêr't hja dy sawn farske selen wei hie. Delila die wol goed har bêst; gjin ien yn 'e wide wrâld dy't sa boun wie, koe oait wer los komme. En doe ynienen die se oft se tige kjel

waerd. ‘Pas op’, rôp se bang, ‘ik hear hwat. De Filistinen oer dy Simson’, Mei in sprong stie er oerein. ‘Lit se komme’, sei er en mei ien swaei fan syn sterke earmen skuorde er de sawn selen stikken. De Filistinen dy't yn 'e oare keamer wachten, kamen net foar it Ijocht...

Delila hie it wol tocht dat er har hwat wys makke hie, mar doe't hja him dêr stean seach, sa moedich en sterk, foel it har dochs noch ôf. Noch noait hie in man har sa foar de gek hawn. Nou hie alle drokte om 'e nocht west: dy boade, dy soldaten, dy sawn selen. Mar hja liet it der net by sitte. Har dei kaem noch wol!

In skoft letter bigoun se wer to freegjen. Nou hie se sjoen hoe great syn krêft wie, sa wie der gjin twadde yn 'e wrâld; mar dat er har sa foar leagenje koe, dat wie har al ôffallen. Hja hie tocht dat er mear fan har hâlddel Nou moast er it sizze. It foel Simson ôf dat hja der al wer oer bigoun; hy hie fêst tocht, dat hja mei ien kear ta-kocht wêze soe. En mei in earnstich gesicht sei er ‘It wie wol wier, mar ynpleats fan selen hiene it touwen wêze moatten; nije touwen dêr't noch noait wurk mei dien is’.

Doe't Delila it op in kear bisocht - de Filistynske soldaten sieten wer yn 'e sydkeamer biskûl - gyng it krekt as de earste kear; de sawn nije touwen foelen him fan 'e earmen ôf as to-skroeide flaechstriedden. Delila wie razend. Twaris hie se nou foar spot stien, twaris wie har de priis ûntkommen. Hoe faek soe er har noch hwat wys meitsje? Hja biet op 'e lippen. Neat mocht se skine litte, noait mocht er oan har fornimme hoe't dit har ôffoel. En noait, noait joech se it oer. Nou to-minsten net! En wer gyngen de dagen en de wiken foarby en Simson hope, dat hja net wer freegje soe. Hja moast nou dochs wol bigrepen hawwe dat er it har noait sizze koe. En doe op in dei dat hja fleurich byinoar sieten, skikte se ûnforwachts op him ta en kaem se wer mei de âlde fragen. ‘Oan't nou ta hastû my bidragen en my foarleagene, mar fornij my nou dochs hoe't ik dy bine kin.’ Dus, it wie har noch net forgetten! Hwerom woene de minsken mei alle gewelt krekt dy dingen witte, dy't men net sizze kin? Hy seach har fan siden oan. Yn har eagen blonken triennen. Hwerom moast se nou dizze goede ûre wer bidjerre mei har gegûl? En wylst hja al mar praette en al mar twong, bitocht er hwat er nou wer sizze soe. Hy koe dochs net altyd wer hwat nijs bitinke? Sawn... sawn... As hja it ris wist fan syn sawn lange lokken! Sawn hierlokken... ‘Stil mar, Delila’, sei er, ‘ik sil it wol sizze. Dy touwen en dy selen, dat wie fansels mar in grap. Hoe soestû ien mei touwen swak meitsje kinne, dy't de poarten fan Gaza droech? Né, it sit him yn myn hierlokken. Meitsje myn sawn hierlokken fêst oan it weefsel dastû hjir yn 'e keamer hast en ik sil swak wêze as oare minsken’.

En wer droege Delila de triennen ôf en wer laken har donkere eagen. Hja leaude mar heal hwat Simson sein hie. Syn hier biweevje yn it weefsel dat hja opset hiel Hwa hie oait fan soks heard? Dit doarst se net iens oan 'e foarsten oer to bringen. Mar ek dit soe se bisykje. Hwat lette it dat hja noch in kear foar spot stean soe? Ienkear moast er it dochs forlieze. Hja fielde, tsjin har twingen en skriemen moast er ienris bilies jaen; har oerwinning kaem tichterby.

Dyselde jouns noch, doe't er oan har fuotten siet, frissele se syn lange lokken gear mei de triedden oan 'e weverspeal. Hy liet it stil gewurde, mar yn syn donkere eagen ljochte de spot. Doe't alles klear wie en hja rôp: ‘De Filistinen oer dy. Simson!’, skuorde er alles los fan 'e peal...

Op in dei dat er wer by har kaem, wurch fan syn rjochterswurk en fan syn reis nei de Soarek, bistoarme se him op 'e nij mei har fragen en har triennen. ‘Hoe kinstû sizze: Ik haw dy leaf, as dyn hert net mei my is? Trijeris hastû my bidragen en my net forteld hwerst' dy greate krêft wei hast’. In ein fan him ôf gyng se sitten, de holle yn 'e hannen, de rêch nei him ta. Ut-en-troch skokten har skouders fan it gûlen. In lange, tryste joun waerd it en noch foar de nacht gyng Simson fuort. Hy koe it net oansjen dat hja sa'n fortriet hie en hy koe har it geheim fan syn krêft ek net fortelle. It wie better dat er har mar noait wer seach. En dagen lang bleau er fier fan it hûs by de Soarek; deis die er syn wurk en de lange, ûnwennige jounen doarme er troch it heuvellân. Nachts koe er net sliepe. En as er al yn in koarte, ûnrêstige sliep foel,

seach er altyd wer Delila foar him, de triennen yn 'e eagen, de holle bûgd. Hy koe net sûnder har.

Op in dei stie er wer foar har doar en frege oft er der yn mocht. Hja liet him yn 'e keamer komme, mar ek dy dei waerd it net tusken har as oars. Dan gûlde se yn syn bûnte mantel, dan roun se by him wei en stume, dan twong se wer mei altyd deselde fragen: ‘Hwat is it Simson? Fortel it my!’

Dagen lang gyng dat sa en Simson hie gjin rêstige ûre mear. Hy koe syn wurk net goed mear dwaen en it iten smakke him net mear. De dea wie better as sa to libjen... Miskien wie it dochs it bêste dat er it

har fortelde. Forriede soe se him net, dêr koe er har to goed ta. En ien kear moast it der dochs fan komme. Dy jouns fortelde er har alles. Fan 'e Ingel dy't syn berte foarsein hie, fan syn nazieërskip, fan syn wijde lokken, fan 'e geast des Heare dy't oer him kaem, altyd as er yn gefaer wie. Hy lei har út dat syn krêft net siet yn syn hier; dat dy sawn lange lokken allinne it teken wiene fan syn nazireërskip. Ek sûnder dy sawn lokken soe de Heare him brûke kinne, mar Hy soe it net dwaen. As er syn hier biskearde, dan soe it wêze, as sei er God de tsjinst op en dan soe de Heare him fêst net mear helpe. 'Byhwannear't ik skeard waerd, soe myn krêft fan my wike, en soe ik swak wurde as alle oare minsken.'

Doe't er alles sein hie wist Delila dat hja him yn 'e macht hie. Dizze kear hie er har syn djipste hert forklearre; nou koe se de foarsten komme litte en it jild. Hja sloech de eagen del dat er de triomf der yn net sjen soe. Nou hie se it dochs woun! Trijeris hie er de spot mei har dreaun, nou kaem de ûre fan har wraek. Mar hy mocht neat oan har fornimme. Hja sloech de hannen om him hinne. Nou wie alles goed lyk as yn it earst doe't er by har kaem. Nou stie der neat mear tusken har en him, gjin god en gjin minske mear. En nou't hja alles fan him wist, nou woene se der noait mear oer prate, noait mear. Hja striek mei de hân oer syn hier. Dêr moast er mar goed op passe, op dy wijde lokken en op syn folk, dêr't er foar stride moast. Miskien dat hja ek noch ien kear dy machtige god tsjinje soe.

Foar it earst nei lange wiken hiene se in blide joun to-gearre. Doe't Simson fuortgyng de oare moarns, brocht se him oan 'e doar ta. Hja hiene in dei steld dat er wer komme soe. Hja hie nou al langst, sei se, mar hy mocht net earder komme: syn wurk mocht der net ûnder lije. Fan fierren stiek er de hân op. Doe waerd it wapperjen fan syn mantel achter de beammen wei.

Dyselde deis noch stjûrde Delila birjocht nei de foarsten: 'Kom dizze kear sels, hwant hy hat my syn hiele hert iepen lein.' Hja kamen op 'e stelde dei, de fiif keningen, mei in mannich soldaten en in rige ezels dy't de sekken sulver tôgen. Doe't alles feilich burgen wie en de mannen yn 'e sydkeamer sieten, gyng Delila nei foaren en wachte op Simson. De lêste kear! Dagon wie dochs sterker as dy god fan Israël. Doe seach se him kommen yn 'e fierte en stiek de hân omheech...

Dy middeis, doe't de sinne heech oan 'e loft stie en alles tilde fan hjittens, sliepte Simson, de holle yn har skurte. Hy waerd net wakker doe't hja rôp: 'Kom nou mar'; hy sliepte troch doe't in slaef de keamer ynkaem mei in skerpe skjirre. Delila siet stil en forweegde net; allinne har hân gyng troch syn swarte lokken. Sawn kear hâldde se in hierlok op; sawn kear knipte de skjirre. Simson sliepte troch doe't de slaef al wer út 'e keamer wie.

Delila bûgde oer him. Der hie in tiid west dat hja fan him hâldde; nou hate se him. Dy bline dwaes, dy't miende dat er har oer koe! Trije kear hie er de spot mei har slein en nou lei er hjir: in skearde nazieër. It hert sloech har greatsk. Hwat gjin tûzen mannen koene en gjin fiif keningen, dat hie hja nou dien. Noait soe er wer de Filistinen slaen, noait soe er wer syn foksen jeije yn it ripe nôt, noait soe er wer sliepe by in oare frou. Doe liet se syn holle fan har skurte glide en sprong oerein. Skril gyng har lûd troch de stille keamer. 'De Filistinen oer dy, Simson!'

Hy waerd wekker út in djippe sliep. As moast er fier wei komme, sa seach er om him hinne. 'De Filistinen oer dy, Simson!' Hy lake greatsk. 'Ek dizze kear sil ik my loskuorre en út gean as de oare kearen'. Doe seach er dat syn hannen net boun wiene.

Hy taestte nei syn holle. En dermei bigriep er alles. Syn lokken wiene der net mear; nou soe God him net mear helpe; nou wie alles oer. Hy seach noch ien kear nei Delila; út har eagen ljochte de fûleindige haet.

En dêrmei sprongen soldaten de keamer yn: ien hong him oan 'e nekke; twa, fjouwer hongen oan syn earmen. Hy focht net mear. Hwat joech it, as God dochs net mei him wie? As in bist, dat slachte wurde sil, sa twongen se him oer de groun. Achter de soldaten stiene fiifrisom de keningen. It wie it lêste dat er seach. Hja stieken him de eagen út en sleepten him nei bûten. Der wie oars neat mear as nacht om him hinne; nacht en in wylde, razende pine...

'*Stjerre mei de Filistinen*'

HJA BROCHTEN HIM NEI GAZA, nei deselde stêd dêr't er ien kear de poarte droegen hie en bounen him mei twa koperen keatlings. De earste dagen wie der oars neat as pine en haet; doe't it slimste hwat bikommen wie setten se him oan it wurk en moast er yn 'e mole rinne. Der hie in dei west dat er it nôt fan 'e Filistinen yn 'e brân stiek; nou, yn 'e finzenis, mealde er har it moal. Hy makke lange swiere dagen en yn 'e nachten sliepte er fan klearebare wurgens. En altyd wie dêr de hún fan 'e fijannen en, as er net hurdernôch roun, de swipe oer de bleate rêch. Tweintich lange jierren hiene se hjir nei útsjoen; nou soe er fiele, dy Daniter, hoe't Filistinen har wreke; de tsjelk fan 'e skande soe er leegje oan 'e boaijem ta.

Mar slimmer as de skande en de hún, slimmer as it forlies fan beide eagen, wie de skuld dy't er op him laden hie, de sûnde tsjin de Heare. Gods nazireër hie er west, ôfsûndere fan alle oare minsken, en ynpleats dat er syn folk in foarbyld west hie, wie er syn eigen wylde wegen gien. Mei frjemde froulju hie er omslein en de wet fan Mozes forachte. Hy woe net langer de tsjinstfeint des Heare wêze, nou wie er ynpleats de slaef fan 'e ûnbisnienen. Hie oait in minske sa slim sûndige? Wie oait in soan fan Israël sa djip fallen?

En nou hie er syn lean, it bitter lean fan 'e sûnde: de finzenis, de swipe, it slave-wurk en dizze ivige nacht. Syn beide eagen... O God, hwat wie dat freeslik, blyn to wêzen. Noait soe er de heuvels wer sjen fan syn heitelân, de wite huzen fan Soareä, de blauwe loften, de donkere bosken. En altyd, yn syn hert, it birou oer in sûnde, dy't to great wie om forjown to wurden.

Of soe de Heare him dochs noch forjaen wolle? Soe syn barmhertigens sa great wêze, dat Er sels dizze skuld bidekke woe? It folk fan Israël hie him ek altyd wer forlitten en hoe faek hie Er har net útholpen? Wie dan gjin skuld to swier foar syn genede, gjin sûnde to great? O, Heare, tocht er, ik haw it net fortsjinne, mar dylgje myn sûnden út en nim my wer oan. Hy bûgde de holle. Nou hie er skrieme kinnen, as er noch eagen hawn hie. En lyk as er sa faek al dien hie yn dizze wiken, striek er mei de hân oer syn holle. Mar dat koe dochs net... Waerd syn hier wer langer? Groeiden syn lokken wer út? It wie sa. Mar dan hie God him noch net forgetten, dan seach de Almachtige noch nei him om. Syn hier! Dit naem er as in teken, in teken dat syn sûnde forjown wie.

Sûnt dy deis droech er syn lot geduldiger. Elke dei fielde er nou nei syn hier; it wie sa, it woechs hurd. Soms, as er jouns net sliepe koe, tocht er, dat nou miskien syn âlde krêft noch ris werom komme koe, dat God him noch ien kear brûke soe om de Filistinen to slaen. As syn hier wer lang wie... En dan kaem de twivel wer yn him omheech. It koe ommers net! De Filistinen soene syn lokken wer ôfknippe. En al soene se dat net dwaen, hwat joech it dat er sterk wie, as er dochs gjin eagen hie? Hwat holp him macht om to slaen as er net sjen koe hwêr't er sloech? Né, it hie gjin sin, al dy dreamen fan wraek. Salang't er hjir yn dizze finzenis siet, koe er dochs neat dwaen. Hwat joech it dat er in soldaet dea sloech dy't op him paste, of in slaef dy't him iten brocht? Né, de geast soe net wer oer him komme en noait soe er de fijân fan syn folk wer slaen. 'Hy sil in bigjin meitsje mei Israëls forlossing...' O God hwat in lyts bigjin hie it west.

Op in dei, doe't er wer yn 'e mole roun, kamen soldaten om him to heljen. Syn hert bounze. Wie dit fan God? Hie de Heare dochs noch wurk foar him? Hja fierden him troch de strjitten nei de timpel fan Dagon. ‘Hwat moat ik?’ frege er. Hja soene him dochs net offerje litte, dy ûnbisnienen? Dat die er noait! Dan stoar er leaver. Ien fan 'e soldaten fortelde it him. Hjoed wie it feest yn Gaza, it greate oerwinningsfeest, omdat Dagon har fijân yn har hannen jown hie. Ut alle doarpen en stêdden kamen se hjoed om it tank-offer to sjen en op it feest moast hy ek in rol spylje: dounsje moast er, dat alle man yn Filistéa witte soe dat Simson har gjin kwea mear dwaen soe. De timpel wie al fol: allinne op it platte dak sieten trije tûzen minsken en dêrûnder, oan 'e greate offertafel sieten de fiif keningen...

En djipper bûgde Simson de wurge holle. Dounsje moast er dus op it feest fan Dagon en de Filistinen soene har formeitsje

mei syn bline sprongen! Dat er dy skande nou ek noch drage moast! En hy hie noch tocht dat dit fan 'e Heare wie! Dounsje. Syn eigen skande soe er dounsje. Mar ek dit hie er fortsjinne. Hy hie it himsels oandien.

En doe ynienen gyng it him troch de holle: de pylders, de beide pylders dêr't it dak op steunt. It koe net, it soe to moai wêze, mar as dy pylders foelen, stoarte de hiele timpel yn. Hy twong himsels om kalm to bliuwen. Hja mochten neat oan him fornimme. ‘Dy timpel’, sei er, ‘is dat de greate Dagons-timpel mei de twa pylders, dy't ik wol ris sjoen haw?’ De soldaten laken. Wis, dy wie it. Ja, hy hie al ris in kear earder to Gaza west. Doe hie it syn dei west en nou wie it Dagon sinesl

As yn 'e dream roun er fierder. As dat nou ris koel As de Heare him nou noch ien kear helpe woe... Hy koe it noch net leauwe; it wie to moai. Mar hie God him ek net holpen de deis fan Lechi tsjin in leger fan fijannen? En gyng it dan hjoed net om Syn namme en eare op dit feest fan Dagon?

Doe't er de timpel ynkaem, oan 'e hân fan in slaef, briek oan alle kanten de jubel los. It waerd in machtich koar fan stimmen, in stoarm fan lûden. ‘Us god hat yn ús hân jown dy't ús lân forwoaste, dy't ús fijân wie en ús forsleinen formannichfâldige’. Dat wie it slimste noch, dat Gods namme lastere waerd om him; dat Dagon priizge waerd om syn sûnde. En djip út syn hert wâlle de bea omheech: Heare, lit my noch ien kear jins nazieër wêze. Ik haw Jo ûntrou west en jins hillige namme to skande makke; lit my nou jins namme great meitsje yn dit hûs fan Dagon.

Doe brochten se him midden yn it foarhôf. Fan it dak ôf rôpen se: ‘Lit Simson kunsten dwaen. Lit him foar ús dounsje! Dounsjel’

Letter, doe't de wylde muzyk forstomme wie, mocht er rêste. Tsjin de slaef dy't him laette sei er: ‘Lit my de pylders bitaeste, dat ik der tsjin oan lynje kin’. It mocht. Nou wist er, dat God him net mear gram wie. Syn hannen gyngen oer it glêdde marmer. Se stiene deun by elkoar, krekt sa't er tocht hie. Noch ien kear sei er in gebet, lûd en hertstochtlik, mar net ien fan 'e Filistinen begriep it goed. ‘Heare, Heare, tink dochs oan my, en sterkje my dizze iene kear noch, o God, dat ik ien fan myn beide eagen oan 'e Filistinen wreke mei’. Tagelyk wist er dat syn gebet forheard wie. Hjoed wie er sterker as doe't er de poarten briek; hjoed wie neat mear ûnmûglik. Hy fette de beide pylders dêr't it hûs op rêstte en bûgde him út alle macht. Trije tûzen, allinne op it dak... Fiif keninnen... ‘Lit myn siele stjerre mei de Filistinen’. Doe knapten de pylders stikken en it dak stoartte yn. It foel op 'e fiif foarsten en op it byld fan Dagon; it foel op Simson en op 'e Filistinen. Doe't de wolk fan pún en moude fordreau op 'e wyn, klonk it jammerjen fan 'e Filistinen oer Gaza, de sterke stêd...

Sa stoar Simson, de soan fan Manoach, de nazireër Gods en de rjochter fan Juda en Dan en de deaden dy't er yn syn stjerren deade hat, wiene mear as dy't er by syn libben deade hie. Hy foel net om 'e nocht. By syn libben hie er lang net altyd op syn plak west en syn folk hie him net bigrepen en hie him allinne stride litten, mar hy stoar dochs as in nazireër en as in strider foar syn folk. Soms hie er syn plicht foar dat folk oer forgetten en libbe er foar himsels, nou wie er foar datselde folk de dea yngien.

It nijs fan syn wûnder stjerren roun troch de stêdden en doarpen fan Dan en Juda en it joech it bange folk wer moed en in bigjin fan hope. As Simson, dy't syn God

forlitten hie om frjemde froulju, dochs noch Gods nazireër wêze koe, dan koe ek Israël, dat altyd wer achter de ûngoaden oanroun, Gods folk wêze. Dan wie it libben fan dizze wylde fjochter it byld fan syn sûndich folk en tagelyk in klear biwiis fan Gods genede. En noait mear as yn syn eigen stjerren hie er syn folk it boadskip brocht: dat de Heare genedich is.

Ut 'e stêd fan Soraeä triek in lytse kloft moedige mannen nei Gaza ta. Under it pún fan 'e fallene timpel founen se Simsons lyk en earbiedich droegen se him nei hûs en bigroeven him yn it grêf fan syn heit Manoach.

Ruth, de Moabityske

HJA WENNE YN IT LÂN FAN Moab, dat east fan Juda leit, oan 'e oare kant de Deade Sé, In jong fanke wie se, dizze Ruth, net ryk en net foarnaem en ek net tige earm en forachte, neat oars as safolle oare fammen fan har folk. As der neat bysûnders barde, soe se de iene of oare kear trouwe en bern krije en soargje foar har man en har húshâlding; trou soe se har plichten neikomme en op 'e tiid in offer bringe oan Kamos, de god fan Moab en op it lêst soe se stjerre en bigroeven wurde en mei 'er tiid soe gjin ien har namme mear witte. Mar it kaem hiel oars. Hwant sûnder dat hja it sels wist, seach de Heare, Israëls God, nei har om en karde har út ta syn tsjinst en brocht har nei it lân fan Juda en joech har bern en bernsbern. Ien fan har bernsbern waerd de heit fan in great kening en út syn slachte waerd letter dè Kening berne: Jezus Kristus. En sa kaem it dat har namme net forgetten waerd, mar dat dizze frou nou noch, safolle ieuwen letter, neamd wurdt yn alle talen, yn alle lannen, dêr't it evangeelje fan Jezus Kristus forkundige wurdt.

It barde op in kear dat yn 'e stêd dêr't Ruth wenne fjouwer minsken kamen út it lân fan Juda: in man en in frou mei twa soannen. De beide jonges hieten Machlon en Chiljon, de heit Elimélech en de namme fan 'e mem wie Naomi. Hja wiene troch honger fordreaun út har stêd Bethlehem en wiene dêrom nei Moab tein; doe't hja der hwat biwend wiene foldie it sa goed dat hja har nei wenjen setten. Hja hiene noch net lang yn Moab forkeard, doe't Elimélech stoar. Naomi bleau achter mei de beide jonges, in widdou sûnder famylje yn in frjemd lân, mar hja wie in flinke frou en sloech der har moedich troch. Doe't de jonges great wiene naem se har beide in frou; de jongste troude mei in faem dy't Orpa hiet en Machlon mei Ruth. It like dat der goede jierren komme soene foar Naomi; hja libbe wer op en wie bliid om it lok fan har bern. It die har ek goed dat de beide froulju, Orpa en Ruth, net mear de goaden fan Moab tsjinnen, mar har al mear ta de tsjinst des Heare joegen.

En doe kaem ûnforwachts in nije slach: de beide soannen, Machlon en Chiljon, stoaren fuort neiinoar; tsien jier nei de dea fan har man brocht hja har beide bern to hôf yn it frjemde lân. Nou hie se neat mear, oars net as de beide jonge froulju, dy't sels widdou wurden wiene en dy't har net treaste koene. En noch swierder foel it Naomi dit forlies to dragen, om't hja fêst leaude dat it har skuld wie. De dea fan har man, nou tsien jier lyn, dat hie al in straf west om't hja har lân forlitten hiene. Doe hie se al nei Juda gean moatten, mar hja hie net wollen en nou ûntnaem de Heare har it lêste dat hja hie, har beide greate bern. It wie har skuld, dat Machlon en Chiljon wei wiene, it wie har skuld ek dat it geslacht fan har man Elimélech útstjerre soe. Hja moast werom nei Bethlehem en de beide jonge widdouwen moasten hjir bliuwe. Al genôch leed hie se oer Ruth en Orpa brocht; it waerd heech tiid dat hja har frij liet en letter, as de slimste smert bikommen wie, koene se wer trouwe en gelokkich wurde yn it hûs fan in man. Hja makke alles ré foar de lange, swiere reis; hja gyng foar it lêst nei it grêf dêr't har man en har soannen rêstten en doe woe se ôfskie nimme fan har beide skoandochters. It foel har wol swier; hja hiene sa goed foar har jonges west en nou noch soargen se sa goed foar har, mar it wie better sa. As hja mear soannen hawn hie, ja, dan hiene Ruth en Orpa dêr mei trouwe kinnen, mar dat wie nou ienris sa net.

Doe't hja praette fan fuortgean en ôfskie nimme woe, seine Ruth en Orpa beide dat hja mei gyngen nei Bethlehem. It wie oft dit swier forlies har noch mear oan har skoanmem boun hie en hja fielden har ek net mear thús yn Moab, lyk as earen. Yn 'e koarte tiid dat hja mei Machlon en Chiljon troud west hiene, hiene se safolle fan 'e Heare heard en syn tsjinst sei har mear as de tsjinst fan Kamos. ‘Wy hearre by Israël’, seine se en hwat Naomi der ek tsjin ynlei, hja gyngen mei.

Doe't hja al in hiel ein fan hûs wiene, bigoun Naomi der wer oer. ‘Gean hinne, tsjoch werom nei jim memme hûs; en lyk as jimme goed dien hawwe oan my en oan ús soannen, sa mei de Heare goed dwaen oan jim, dat jim rêst fine, beide yn it hûs fan in man’. Hja patte Ruth en Orpa, mar beide koene se net fan har skiede. Lûd

skriemden se, dêr op it stille paed, en wer seine se dat hja meigyngen nei Juda.

It wie Naomi in greate treast dat dy beide froulju sa oan har hongen. Graech hie se har beide mei nimme wollen, mar it mocht net. Hja moast sterk wêze; de Heare wie har ommers gram en dy't hja leaf hie, dy stoaren dochs. Foar gjin noch safolle woe se, dat dy twa sterke, jonge froulju ek noch stjerre soene.

Earnstich sei se: ‘Jim moatte net mei my gean. Sels haw ik gjin soannen mear en yn myn lân soene jim net maklik in oare man krije. Bliuw yn Moab, by jim eigen folk en dan sil God jim faeks seingje en jim wer in man jaen. Mar bliuw net by my, hwant de Heare is tsjin my en syn hân soe ek jimme treffe kinne’.

Dizze kear hearde Orpa nei Naomi har sombere wurden. Skriemend patte se har skoanmem en doe, mei in drôvich hert, gyng se werom. It foel har swier, mar nou't it der op oan kaem luts dochs it âlde wer: it eigen folk, de eigen stêd, heit en mem en, miskien, in jonge man. Faek seach se noch om, mar hja gyng dêr't it hert har luts.

Noch ien kear woe Naomi bisykje om ek Ruth werom to krijen. ‘Sjoch, dyn skoansuster is weromgien nei har folk en nei har goaden; gean dû nou ek werom, Orpa efternei’. Mar Ruth liet har net stjûre. It wie oft djip yn har hert in stim spriek: Dû hearst by dat folk en by dy god; dû kinst net mear werom. Hja stie nou flak foar Naomi; har wangen gloeiden; har eagen blonken en doe't hja spriek wie it har skoanmem as brocht se in boadskip fan God. As harke se nei in profeet, sa hearde it har yn 'e earen.

‘Sit net tsjin my oan dat ik jo forlitte en fan jo weromtsjen sil;

hwant hwer't jo hinne gean, dêr sil ik hinne gean en hwêr't jo fornachtsje, dêr sil ik fornachtsje: jins folk is myn folk en jins God is myn God; hwer't jo stjerre, sil ik stjerre

en dêr sil ik to hôf brocht wurde.

Sà mei de Heare my dwaen en sà dêrta, as net de dea allinne skieding meitsje sil tusken jo en my.’

Doe wist Naomi dat hja der net tsjin ynlizze mocht. To-gearre reizgen se fierder, twa smelle, donkere figuren yn 'e wide flakte.

Hja kamen to Bethlehem yn 'e simmer, yn it bigjin fan 'e koarn-risping. It joech in hiele opskuor yn it lytse stedtsje, doe't Naomi wer thúskaem. Jierren lyn wie se fuortgien, in jong en feardich frommis mei in man en twa soune bern; nou kaem se werom mei in frjemde frou, sûnder man en soannen en yn widdou-klean. It wie har oan to sjen dat hja gâns trochmakke hie; hja like âld en har eagen wiene read fan folle triennen. Hja sloegen de hannen yninoar, de minsken fan Bethlehem. Gjin ien doarst it sizze, mar allegearre tochten se: hja moast in greate súnde dien ha, dat de Heare har sa bisocht hie.

‘Dus dit is Naomi!’ seine se. ‘De frou fan Elimélech’.

En bitter antwurde se: ‘Neam my net mear Naomi, neam my Mara, “Bitter”, hwant de Almachtige hat my greate bitterheit oandien. Fol bin ik hinnetein, mar liddich hat de Heare my werom komme litten; hwerom soene jim my nou noch Naomi neame?’ Yn in hûs to Bethlehem setten se har nei wenjen, Naomi en Ruth.

Nou wie Naomi dan wer thús yn it âlde lân, yn 'e stêd dêr't hja jong west hie. Nou fielde se har net mear sa forlitten as yn it frjemde lân, nou wenne se wer by har eigen folk; it wie as wie God nou wer tichter by en net mear lilk op har. It wie goed om wer thús to wêzen, nei al dy lange drôve jierren. Mar dêr wie it fansels net goed mei:

hja moasten ek ite, dy beide froulju en der wie gjin man mear om de kost foar har to fortsjinjen. Der wie noch lân fan Elimélech, mar dat brûkte in oarenien nou en hja soe it net earder forkeapje kinne as nei de risping. Ruth bigriep dat it foar har opkaem om foar iten to soargjen. It kaem goed út dat it krekt de tiid wie fan it sichtsjen en op in iere moarn gyng se der op út om to iersykjen. Allinne de earmsten diene dat, mar hja skamme har net.

Om't hja noch net bikend wie to Bethlehem, gyng se nei it earste stik lân dat har gaedlik like. Hja gyng op 'e boufeint ta dy't it opsicht oer de sichters hie en frege oft hja iersykje mocht. Hy knikte; hja moast har bêst mar dwaen. It wie in âld rjocht yn Israël en syn hear, Boäs, wie in man dy't de wet yn acht naem. Achter de bynsters oan bigoun Ruth mei har wurk.

‘*...gean dû nou ek werom, Orpa efternei*.’

It foel har net maklik, mar hja sette troch. It moast, as hja dizze winter ite soene! De boufeint hie der syn niget oan: noch noait hie er in frou sjoen dy't sa iverich socht: hja die it har suver net oan tiid om op to sjen.

It wie al let op 'e moarn doe't Boäs sels op it lân kaem. ‘Mei de Heare mei jimme wêze’, groete er de sichters. Hja seagen op fan it wurk. ‘Mei de Heare jo seingje.’ Doe sloegen de skerpe sichten wer yn it ripe nôt. De boer naem de boufeint apart. ‘Hwa is dat jongfrommis?’ frege er en wiisde nei Ruth, dy't noch altyd iverich socht. ‘Dat is Ruth’, sei de feint, ‘de Moabityske, dy't mei Naomi út 'e fjilden fan Moab kommen is; hja hat frege oft hja iersykje mocht en hja hat yn 'e skrep west fan 'e moarn ôf oant nou ta en hat mar amper skofte.’

Stadich roun Boäs op har ta. Hja wie wol iverich en tige biskieden; allinne achter de bynsters socht se en noait kaem se tusken de skeaven, lyk as de sikers wol ris diene. ‘Myn dochter’, sei er freonlik, ‘ik bin Boäs, de eigener fan dit stik; gean net to sykjen op in oar stik lân, mar bliuw by myn folk. Ik sil tsjin 'e sichters sizze, dat hja jo net lestich wêze meije. En as jo toarst hawwe, gean dan nei de fetten en drink fan 'e wyn dy't de feinten skeppe.’ Ruth krige in kleur. Doe foel se op har antlit, bûgde nei de groun en sei: ‘Hwerom haw ik genede yn jins eagen foun, dat jo nei my omsjogge, hoewol't ik in frjemde bin?’

Boäs antwurde: ‘Ik koe jo noch net fan oansjende, mar ik hie al heard hwat jo foar Naomi dien hawwe, en dat jo jins heit en jins mem en it lân fan jins berte forlitten hawwe en nei in folk gien binne dat jo juster en earjuster net koene. De Heare mei jo al dat goede forjilde, de Heare de God fan Israël, ûnder hwaens wjokken jo kommen binne to skûljen.’

Hja bûgde jitris, by wize fan tank. ‘Lit my dan genede yn jins eagen fine, myn hear, hwant jo hawwe my treaste en nei myn herte sprutsen, alhoewol't ik minder bin as ien fan jins bynsters.’

De middeis, doe't it iterstiid wie, rôp Boas har. Hja gyng bisiden de sichters sitten, as ien dy't har plak wit, en Boäs sels lange har it blanke brea en it roastere nôt; hy joech har safolle dat hja it lang net op koe en genôch oerhâldde foar har skoanmem en har, de jouns. De hiele lange oerdei yn 'e gleone sinne socht se wer; hja foun noch mear as de moarns en mocht nou ek tusken de skeaven sykje, dêr't it nôt soms by hânfollen lei. Hja tocht dat it sa trof en hja wist net, dat Boäs de sichters oplein hie om nou en dan ris hwat foar har falle to litten.

Oan 'e joun ta socht se en doe sloech se op it lân út hwat hja foun hie: it wie in efa koarn, in hiele fracht, dêr't hja mei thús kaem. Naomi seach raer op dat hja safolle hie; hja moast it bysûnder troffen ha, dat bigriep se wol. En doe't Ruth ek noch it iten op 'e tafel sette, dat hja dy middeis oerhâlden hie, sloech har skoanmem de hannen yninoar. ‘Hwer hastû hjoed socht en hwa hat nei dy omsjoen?’ Ruth antwurde: ‘De namme fan 'e man by hwa't ik west haw is Boäs en hy sei ek noch tsjin my: Bliuw by myn folk, oan't de hiele risping der ôf is.’ Doe sei Naomi bliid: ‘Seinge mei er wêze fan 'e Heare, dy't hjoed syn barmhertichheit biwiizge hat oan ús forstoarne mânlju. Dy Boäs is noch út 'e famylje fan Elimélech en hy is ien fan ús lossers.’

Dy nachts, doe't Ruth al sliepte nei de lange swiere dei, lei Naomi noch to tinken. Hja wie al bliid dat Ruth mei har gien wie; in eigen dochter hie net better foar har soargje kinnen. En Boäs. Neffens de wet wie er har losser en moast er har helpe en hy soe alles dwaen hwat er koe, dat leaude se fêst. It wie al bysûnder dat Ruth, dy't noch gjin ien to Bethlehem koe, nou krekt op syn lân to-rjochte kommen wie. God

hie it sa biskikt, it koe net oars. Mar dan wie de Heare har ek net mear gram, dan woe Er har seingje om 'e wille fan Ruth. Dan wie har skuld forjown en seach God wer nei har om. De triennen stiene har yn 'e eagen, doe't hja har nei sliepen joech.

Nou wie it sichtsjen dien en leine de fjilden keal en forlitten om Bethlehem en koe Ruth alle dagen thús bliuwe. Naomi koe der noch net by dat hja safolle opsocht hie, de wiken fan 'e risping en net allinne koarn, mar letter ek fan 'e bêste weet. Yn al dy tiid dat Ruth deis op it lân wie, hie Naomi gâns neitocht en plannen makke. Op in stille middei doe't hja to-gearre yn

'e hûs wiene, bigoun se der oer. It wie prachtich dat Ruth sa folle opsocht hie; dêr koene se tiden fan ite, mar der moast oars ek noch sa folle wêze as nôt allinne en hja hiene gjin ynkomsten mear. It soe it bêste wêze, dat hja it lân forkochten dat noch op Elimélech syn namme stie. Fansels koene se it oan elk forkeapje dy't har gaedlik like, mar it wie wenst yn Israël dat hja it earst bisochten by de neiste famylje, by de man dy't losser wie. Dat wie dus Boäs en dy wie har sa genegen, dy soe fêst in goede priis jaen, sels al hie er gjin forlet fan mear lân. Mei dat stik lân soe it wis wol losrinne, dêr hie se neat gjin noed mei. Mar der wie noch hwat en dat wie net sa maklik en dat gyng Ruth sels oan! Hja moast goed harkje en net lilk wurde...

Sa't it nou stie, dan soe it geslacht fan har man, fan Elimélech, útstjerre: Machlon en Chiljon wiene beide stoarn sûnder bern nei to litten en dat wie har tige yn 'e wei. Yn Israël wie dat in greate skande en dêrom stie der yn 'e wet dat yn sa'n gefal de broer fan 'e forstoarne mei de widdou trouwe moast en dat dan in soan, dy't berne waerd, de soan wie fan 'e forstoarne man. As Elimélech in broer hawn hie, dan hie dy mei har, Naomi, trouwe moatten. Mar der wie gjin broer en bûtendat, hja wie al to âld. Mar as Ruth nou troude en bern krige, dan soe dochs yn har soan de famylje fan Machlon en Elimélech fuortlibje; dan stoar de namme en it geslacht net út en soe de skande wei-nommen wurde. Fansels, ek Machlon hie gjin broer mear, dat de wet koe nimmen twinge, mar it wie wol neffens âlde sede dat de losser dan de frou ek naem. En Boäs wie in man dy't de Heare tsjinne en strang fêsthâldde oan wet en sede. Hja leaude fêst, as Ruth it frege, dat er beide oangean woe: it lân en har.

Ruth hie goed harke; hja wist al hiel hwat fan 'e wetten yn Israël, mar dit wie nij foar har. Hja wie har earste man noch net forgetten, mar hja seach sels wol yn dat it har plicht wie om wer to trouwen, om Naomi, om harsels, mar ek om Machlon. Syn namme en geslacht mocht net troch har skuld forlern gean. En Boäs wie in goed man, al wie er âlder as har; in man dy't net alderearst om himsels tocht, mar dy't alles foar in oar oer hie. Hja leaude ek dat er har wol ta frou ha woe; doe fuort op it lân al hie er sa goed foar har west. Mar moast hja himsels freegje? Dat wie dochs fêst gjin gewoante yn Israël?

Naomi glimke. Né, dat wie wis gjin wenst to Bethlehem, mar dit wie in bysûnder gefal om't de lossersplicht hjir by kaem. Dizze joun, hie se heard, soene Boäs en syn folk koarn-wynje yn it terskhûs en as dat ôfroun wie soe er, neffens âlde sede, de wacht hâlde by de nôtbult en op 'e terskflier sliepe. As hja dêr nou joun ris hinne gyng en syn fuottek opsloech en oan syn fuotten lizzen gyng, dan soe Boäs alles bigripe. Hja soe net ienris folle mear hoege to sizzen; allinne dit: Jo binne de losser, dat ûntfermje jo nou oer my!'

'Ik sil it dwaen', sei Ruth. Dy jouns wosk en salve se har en triek de bêste klean oan dy't hja hie; hwant nou kaem se net as in earme dy't freget om 'e gunst fan 'e losse ieren, nou wie se in jonge frou dy't by de losser kaem om har rjocht. Stil en ûngemurken gyng se nei it terskhûs en wachte oan't it wurk dien wie en it fleurich miel birêdden. Doe't de oaren al fuort wiene socht Boäs syn sliepplak op, oan 'e ein fan 'e nôtbult. Hy sliepte al, doe't hja syn fuottek opsloech.

It wie to middernacht dat Boäs wekker waerd. Hwat wie dêr oan syn fuottenein? Hy taestte om him hinne. In frou! 'Hwa bistû?' sei er. Hja antwurde: 'Ik bin Ruth, jins tsjinstfaem; spried jins wjok dochs oer my út, hwant jo binne de losser.'

Boäs hoegde him net mear to birieden; hy hie al sa faek oer Ruth en oer Naomi tocht, de dagen dat hja op it lân wie. 'Seinge binne jo de Heare, dat jo safolle foar

Naomi oer hawwe; dat jo, nei alles dat jo dien hawwe nou ek my as jou man nimme wolle en dat jo gjin jongfeinten efterneiroun binne, itsij earm of ryk. En wês net bang dat jo hjir kommen binne yn 'e nacht, hwant elk yn Bethlehem wit, dat jo in deeglike frou binne. Nou dan, ik soe alles wol dwaen wolle dat Naomi freget: it lân keapje en mei jo trouwe, mar ik bin net de neiste út Elimélechs famylje. Der is in losser dy't mear rjocht hat as ik en ik sil moarn mei him prate. Mar as dy net losse wol, ik swar it yn des Heare namme, dan los ik.'

Doe't hja alles bipraet hiene, ek de kwesje fan it lân dat Naomi to missen hie, joegen se har del oan'e iere moarntiid ta.

Yn 'e nacht koe Ruth net allinne oer de strjitte en hja moast ek wer thús wêze ear't it folk oan it wurk gyng. Dat hja by Boäs west hie, dy nachts, hoegde gjin-ien to witten. Ek yn Bethlehem wiene minsken dy't alle herten by har sels tochten en dy't leafst it slimste leauden. Yn 'e moarnsskimer gyng hja nei hûs, mei seis mjitte koarn fan 'e bult dêr't hja sliept hie.

Dyselde moarns noch gyng Boäs nei it poarteplein. Der sieten al in hiele rige minsken, fan 'e fornaemste boargers fan 'e stêd. Doe't de earste losser foarby gyng rôp er him en wiisde him in plak to sitten. Tsien fan 'e âldsten frege er oft hja tsjûge wêze woene en dy setten de stuollen yn 'e rounte om har hinne. Doe fortelde er, koart en dúdlik, hwat Naomi bigearde fan 'e losser. It stik lân dat fan har man wie, moast se forkeapje, hwant der wie gjin man yn 'e hûs dy't it foar har biwurkje koe en dy't it kocht moast har de opbringst elk jier útbitelje. De losser tocht der oer nei. It kaem jild to kostjen, mar it wie neffens rjocht en sede en as Naomi stoar, dan wie it lân fan him. Hy woe ek net de namme ha by de boargers fan Bethlehem, dat er him foar syn lossersplicht wei wynde. ‘Ik sil it losse’, sei er lûd. Mar Boäs hie noch mear to sizzen. ‘As jo dat lân nimme fan Naomi's hân, dan moatte jo tagelyk ek fan har oemimme Ruth, de Moabityske, om de namme fan Machlon, de soan fan Elimélech, yn stân to hâlden op syn erfdiel.’

Dat hie er net tocht, de earste losser, dat dit der achter wei komme soe. It lân keapje en de opbringst oerdrage oan 'e widdou, dat wie al moaijernôch; as er nou ek noch mei Ruth troude en bern by har krige, dan parte it to wiid mei syn erfdiel! Hy skodholle. Né, dat waerd him to skealik. It koe him neat mear skele, hwat dy tsien froede mannen fan him tochten, mar dit koe gjin wegen út! Hy gyng oerein en die in skoech út. En wylst er mei in bûging de skoech oan Boäs oerjoech, sei er plechtich: ‘Los jo mar hwat ik losse moat, hwant iksels kin gjin losser wêze: ik draech it oan jo oer.’

Boäs riisde oerein. Hy seach de rige fan âldsten roun en sei: ‘Sa nim ik dan it lân fan Elimélech oer út Naomi's hân; en sa nim ik Ruth de Moabityske, Machlons widdou, oan ta frou, dat de namme fan 'e forstoarne net útroege wurde mei yn it formidden fan syn bruorren en út 'e poarte fan syn stêd. Jim binne hjoed tsjûge.’

Tsien stimmen antwurden lûd en dúdlik: ‘Wy binne tsjûge.’ En ien fan 'e âldsten sei der noch in prachtige spreuk oerhinne: ‘Mei de Heare dizze frou, dy't yn jins hûs komt, meitsje lyk as Rachel en Leä, dy't beide Israëls hûs boud hawwe; en doch jo deugd yn Efratha en meitsje namme yn Bethlehem.’

Net lang nei dy plechtichheit yn 'e poarte trouden Boäs en Ruth. Naomi kaem by har yn to wenjen. Hja wie tige bliid dat alles gien wie neffens har plannen en hja wie der nou wis fan dat God har alle kwea forjown hie en har ek fierder seingje soe. Noch greater wie har blydskip doe't Boäs en Ruth it oare jiers in jonkje krigen. Forskate froulju dy't har fan âlds al koene, kamen om it bern to sjen. Hja hiene fêst tocht, dat de flok des Heare op Naomi rêstte; nou seagen se wol yn dat dat net sa wie en hja skammen har oer dy rare gedachten. Heech priizgen se de lytse jonge. Naomi soe wol bliid mei him wêze, mei dit bern fan Ruth, dat har treaste soe oer alle leed dat hja útstien hie en dy't har letter helpe en tsjinje soe. In ‘tsjinner’ soe er wurde en sa moast er ek hite: Obed. Dy namme hat er altyd hâlden. Doe't er great wie krige er

sels ek wer bern: ien fan syn soannen wie Isaï, de heit fan David. En sa kaem it dat de Kristus, de greate Davidssoan, noch mei fan Ruth, de Moabityske, stamt.

Ruth en Boäs libben yn 'e tiid dat yn Israël de rjochters rjochten. Hwant altyd, ek yn in wylde en wrede tiid, hat God op ierde syn stille en trouwe bern.

Hanna

TO RAMATAÏM-SOFIM, IN STÊD dy't meastal Rama neamd waerd en dy't yn it berchlân fan Efraïm lei, wenne in man dy't Elkana hiet. Hy wie in rike boer mei gâns fé en lân en hy hie twa froulju: Hanna en Peninna. Elkana hâldde it meast fan Hanna en liet dat ek dúdlik

skine en sa kaem it dat Peninna altyd ûntofreden wie en bytiden wreed en bitter. Hwerom moast har man it meast fan Hanna hâlde, dy't net iens bern hie? Hwerom joech er neat om har mei har rige soune en fikse bern? En hwerom koe er it noait litte om Hanna foar to trekken, sels net as hja to Silo wiene, yn it hûs des Heare? Hwant Elkana wie in man dy't trou de Heare tsjinne en elk jier mei syn húshâlding nei de stêd Silo triek, dêr't yn dy tiid de ark des Heare stie. Neffens de âlde wet fan Mozes moasten alle bern fan Israël jiers ien kear nei it hûs fan God, mar fierwei de measten kamen der net oer gear, of mienden dat hja net koene. Yn it hege Noarden gyngen de minsken leaver nei Dan, dêr't noch altyd it godsbyld stie, dat Micha makke hie en yn 'e oare stammen makken de fijannen faek de wegen ûnfeilich. Der wiene ek altyd gâns minsken dy't de Baäls offeren. Yn sa'n tiid wie it hast hwat bysûnders dat immen trou syn plicht waernaem, lyk as Elkana en syn húsgenoaten. It wie foar him trouwens ek net sa biswierlik, hwant Rama lei net fier fan Silo ôf.

It wie in fêste gewoante dat Elkana dêr yn Silo in offer brocht en as it fet op it alter forbaernd wie en God syn diel hawn hie, dan droegen de preesters it fleis op en siet de hiele famylje gear om it feestlik offermiel. Elkana sels snijde it fleis en joech elk syn part. Peninna krige in stik en har greate bern, mar stéfêst joech er Hanna dûbel. Hy die it út goederbêst: Hanna moast al sa folle misse, mar hy makke it der minder mei. Elke kear wer oan makke Peninna har der lilk om. Dy Hanna, dy't noait in soan hawn hie, moast dy nou in dûbeld diel ha? Sels hie se in keppel fikse bern, mar dat joech allegearre neat. Hja wie der ommers altyd oer en Hanna, dat wie alles! Dan koe se har net langer ynhâlde en húnde Hanna mei wrede, bittere wurden.

Hanna sei neat werom. Hja wie in goede, fromme frou en hja koe net tsjin 'e fûle Peninna op. En by har sels tocht se: It is ek sa, de Heare jowt my gjin bern, dat Hy is lilk op my. Elkana hie my noait nimme moatten. Dan siet se stil en drôvich njonken har man; de triennen rounen har út e' eagen en it iten kroppe har tsjin 'e kiel. Elkana foroaem it wol. ‘Hwerom skriemstû’, sei er dan, ‘en hwerom ytstû net en hwerom is dyn herte sa oerstjûr? Bin ik dy net mear as tsien soannen?’

Dan knikte se, mar koe gjin wurd sizze. Hja wist wol dat har man har leaf hie, mar it koe har leed en har skande net weinimme.

Op in kear doe't hja wer to Silo iten hiene en Peninna har wer terge, riisde se oerein en gyng by de tafel wei. Hja koe dêr net mear sitte, har fortriet wie to great. Sels har man, mei al syn leafde, koe har net helpe. Hjir wie mar ien, dy't helpe koe: de Heare. Yn it foarhôf, tichte by de greate poarte, bigoun se to bidden. ‘O Heare’, smeke se, ‘as Jo omsjogge nei myn ellinde en om my tinke en my in soan jowe, dan sil ik Jo dat bern jaen; al syn libbensdagen sil er in nazireër wêze en gjin skearmes sil oait op syn holle komme.’ En iderkear wer sei se dat gebet; alles om har hinne forgeat se en al mar wer klage se de Heare har leed. Earst hie se lûd bidden, mar op it lêst koe se net mear; allinne har lippen forweegden noch en har skouders skokten fan it gûlen.

Flak by har, by de timpeldoar, siet de hegepreester Eli op syn hege stoel. Hy seach skerp nei har en doe't hja dêr mar stean bleau, miende er dat hja dronken wie. ‘Frou’, sei er strang, ‘hoelang silstû dêr dronken stean yn Gods hûs? Gean hjir wei en sliep dyn roes út!’

Hanna sloech de eagen op, eagen dy't read wiene fan it skriemen. ‘Né, myn hear, ik bin wier net dronken, mar ik haw in great fortriet yn myn libben en ik haw myn

siele útgetten foar it antlit des Heare. Fanwegen myn great fortriet en myn hertsear haw ik sa lang bidden.'

Doe't Eli har oanseach en har drôve wurden hearde, wist er dat hja de wierheit sei. Dit wie gjin frou dy't har by it offermiel to bûten gean soe oan sterke drank, dit wie oars neat as in earm bern fan God, dy't in swier leed drage moast. It muoide him dat er dat sein hie en dêrom spriek er, earnstich en freonlik: 'Gean hinne yn frede en de God fan Israël sil jins bea jaen, dêr't jo om bidden hawwe.'

Noch noait hie Hanna sa bliid west as mei dit Godswurd. Om in soan hie se bidden en nou hie de hegepreester har in soan ûnthjitten. Mar dan wie de Heare har dochs genegen en dan soe der in ein kom-

me oan har skande. Hja fortelde it oan har man en skikte wer by de tafel. Nou koe se wer ite en har eagen blonken. Hwat hindere it, dat Peninna har noch pleage? Nou't hja dit wist koe se alles drage. De oare moarns reizgen se wer nei hûs.

It oare jiers krige ek Hanna in jonge soan. Hja wie sa bliid en tankber en neamde him Samuël, hwant, sei se: 'Ik haw him biddend fan 'e Heare krige.' Mar by alle freugde om 'e jonge soan, forgeat se har bilofte net: hja hie biloofd dat hja him de Heare jaen soe en nou moast it ek. Sa gau as it koe - hy wie miskien noch mar in jier of trije - brochten se de lytse Samuël nei it godshûs to Silo. Hja skriemde net, dizze mem, om't hja nou har jonkje ôfstean moast: hja wie bliid en tankber dat hja it leafste dat hja hie, de Heare wije mocht. Dizze kear brochten se in bysûnder offer: in trinterbolle, in efa moal en in sekfol wyn. Sels brocht se har bern by Eli. 'Och myn hear', sei se, 'ik bin dyselde frou dy't hjir by jo stie to bidden. Om dit bern haw ik frege en de Heare hat my myn bea jown. Dêrom wol ik him nou de Heare ta-wije om't ik him biddend fan 'e Heare krige haw. En sa hyt er ek: Samuël. Nim jo him nou en lit him by jo wenje yn it hûs fan God.'

Eli woe jerne dwaen hwat ja frege. Hwat hie dy frou hwat foar de Heare oer! Hy heve de hannen omheech en tanke God. Der wiene safolle minsken dy't neat om de Heare joegen, sa folle dy't Him noait in offer brochten en dizze mem joech har âldste soan. It wie him hast to great...

Elk jier reizgen Elkana en Hanna trou nei Silo ta en elk jier naem se foar Samuël in nije preestermantel mei. Mar de Heare forgeat har net en joech har noch trije soannen en twa dochters.

De jonge Samuel

EN SA GYNGEN JIERREN FOARBY en de lytse Samuël woechs op ta in fikse, feardige jonge. It die bliken dat er al jong de Heare leaf hie en hy die trou hwat de âlde hegepreester him oplei. Eli hie sels ek twa soannen, mar dy wiene al great, en, hoewol't hja beide preester wiene en tsjinst diene yn it godshûs, joegen se neat om har heit en steurden se har net oan God of syn gebot. Hja tochten allinne mar om har sels en diene hwat goed wie yn har eigen eagen.

It wie wenst, as immen mei in offerdier kaem, dat it fet op it alter forbaernd waerd en dat dan neitiid de preester syn part krige fan it fleis: yn 'e wet fan Mozes stie krekt biskreaun hwat him en syn húshâlding ta kaem. Mar Hofni en Pinehas - sa hieten de beide preesters - namen it net sa krekt: hja sochten it bêste fleis der út en hâldden dat foar har sels, ja, soms diene se har net iens oan tiid dat it fleis sean wie en easken se it foartiid op, om it to brieden. It joech neat oft de man dy't it offer brocht der al tsjin ynlei, hy koe it mar jaen en oars namen se it mei gewelt. Sa waerd dêr to Silo alle dagen wer oan it offer ûnthillige en it alter ûntwijd. En dat wie noch net iens it slimste: yn 'e nacht kamen der soms frjemde froulju en dan diene de preesters dingen, sa slim dat men se net neame kin, dingen dy't thús hearden by de tsjinst fan Astarte, mar dy't in grouwel wiene yn 'e eagen des Heare.

De âlde Eli hie der in bult lêst fan en hy wiisde syn soannen ek wol op har plicht. 'It is net goed hwat ik fan jimme hear', sei er dan: 'jim moatte sa net! As immen hwat mei syn neiste hat, dan kin it noch wêze dat God foar him opkomt, mar as er tsjin

God sels sûndiget, hwa sil dan syn skiedsrjochter wêze? En net allinne dat jim sels forkearde dingen dogge, mar jim meitsje ek noch dat it folk fan God oertrêddet'. Sa warskôge er har, mar mei wurden allinne en de beide mannen harken net nei him en joegen der neat om: hja gyngen stil har gong en it kwea gyng al fierder. En Eli die neat. Hy wie hegepreester en hy hie dy beide ûndogenske preesters ôfsette moatten, mar dêr koe er net oer gear komme. Fan har jonge jierren ôf wiene Hofni en Pinehas bidoarn; noait hie har heit har straft as hja forkearde dingen diene en nou't se great wiene, koene se him oer en joegen nearne mear om. Eli bigriep, dat it sa net altyd bliuwe koe: der soe in tiid komme dat de grime des Heare losbriek oer dit ûnhillich hûs, dat de sûnde

fan syn soannen thússocht wurde soe, ek oan him. Hy moast der hwat oan dwaen, mar hy wist net hwat en hoe. It moast mar komme sa't God it woe; de Heare wie wiis en goed.

Op in kear kam der in godsman by Eli om him it oardiel oan to sizzen. ‘Sa seit de Heare: Is it noch net moaijernôch dat Ik jimme útkard haw út alle stammen fan Israël om by myn alter op to gean en om foar myn antlit it skouderkleed to dragen en dat Ik dyn heite hûs alle fjûroffers fan Israëls bern biskikt haw? Moatte jim nou ek noch myn slachtoffer en myn spiisoffer forskoppe en moatstû dyn beide soannen mear earje as My, dat jim jim meste mei it bêste fan al de offers fan myn folk Israël? Dêrom sprekt de Heare: Ik haw yn earder dagen sein dat dyn heite hûs oan't yn ivichheit foar My libje soe, mar nou nim Ik myn wurd werom, hwant dy't My earje sil Ik earje, mar dy't My forachtsje, sil Ik fornederje. Sjoch, de dagen komme dat Ik dyn earm en de earm fan dyn heite hûs ôfkapje sil en dat der yn dyn hûs gjin âld man mear wêze sil en de hiele oanset fan dyn hûs sil stjerre yn 'e krêft fan it libben. En dit sil it teken wêze dat dat oardiel komme sil: dyn beide soannen, Hofni en Pinehas, sille op ien en deselde dei stjerre. En letter sil Ik My in trouwe preester kieze, dy't dwaen sil lyk as it My haget; dy sil Ik in sterk hûs sette en dan sil ek dy't fan dyn geslacht noch oer is by him komme en foar him bûge en biddelje om in stikje jild en om in plasse brea. Sa sil it gean: de Heare sels hat sprutsen.’ Eli hearde it freeslik fonnis swijend oan. Démoedich bûgde er de holle, as woe er sizze: de Heare hat gelyk, it giet ek net goed mei myn soannen. It spiet him om Hofni en Pinehas, dy't er leaf hie al wiene se ek noch sa dwers en forkeard; it muoide him om it godshûs, om it alter, om de hillige ark, mar hy hie de krêft net om ta to pakken, om dy sûndige preesters to bannen út 'e timpel. Hy praette der oer mei har, mar Hy die neat en der foroare neat. Hy koe allinne mar wachtsje op it oardiel dat ien kear komme moast as swier waer nei in gleone simmerdei...

En mei hiel syn âld, ûnwennich hert hong er oan de jonge Samuël dy't de Heare tsjinne en trou syn wurk die en dy't altyd wol nei him harkje woe. Sa gyngen de jierren foarby.

It wie al wer in hiel skoft lyn dat dy Godsman to Silo west hie. Eli wie nou al tige âld en stadichoan waerd er blyn. Hy sliepte nou yn in oare keamer en ynpleats hâldde Samuël de wacht yn 'e timpel, dêr't de lampe des Heare baernde.

Op in kear doe't Samuël lei to sliepen, klonk der in stim troch de stille keamer: ‘Samuël, Samuël!’ Fuortynienen wie er klear wekker en hastich roun er nei Eli ta. ‘Hjir bin ik al’, sei er, ‘hwant jo hawwe my roppen.’ De âld man skodholle. ‘Ik haw net roppen; jow dy mar gau wer del.’

Samuël lei noch mar krekt, doe hearde er it wer. Dizze kear wie it sa dúdlik, it miste him net, dit wie Eli dy't him rôp. Wer gyng er der daliks ôf en nei Eli ta. Mar ek dizze kear sei Eli: ‘Ik haw wier net roppen, mny jonge, jow dy mar rêstich del.’ Samuël die hwat him oplein waerd. Soe de âldman it sels net mear witte? Hie er faeks roppen yn 'e dream? Sa moast it wol wêze. Hy lei stil to wachtsjen. Doe hearde er foar de tredde kear deselde stim: ‘Samuël, Samuël!’ Hy waerd net lilk; hy tocht net: Hè, hwat in drokte yn 'e nacht, mar fuortdaliks sloech er de tekken op en gyng nei de oare keamer. ‘Hjir bin ik, hwant nou hawwe jo sa dúdlik roppen.’ De âlde Eli siet

oerein op it bêd. En earnstich sei er: ‘Né, myn jonge, ik haw net roppen, mar it moat de Heare wêze, dy't mei dy prate wol. Gean hinne, jow dy wer del, en as Er wer ropt, siz dan: Sprek Heare, hwant jins tsjinstfeint harket.’

En wer lei de jonge Samuël op syn bêd. Soe de Heare nou wier in boadskip oan him hawwe? Soe er de âlde, fromme hegepreester foarby gean en ta him sprekke, in foege jonge noch mar? Doe kaem de Heare foar de fjirde kear en wer rôp Er: ‘Samuel, Samuël!’ De jonge riisde oerein en sei hiel earbiedich ‘Sprek Heare, hwant jins tsjinstfeint harket.’

De Heare spriek: ‘Sjoch, Ik bin mei hwat dwaende yn Israël, dêr't alle man dy't it heart de earen fan sûzje sille. Hwant dy deis sil 1k oer Eli komme litte alles hwat Ik tsjin syn hûs sprutsen haw, it bigjin en de ein. En Ik sil syn hûs oardielje om de

ûngerjochtichheden fan syn bern, dy't er witten hat, mar dêr't er neat oan dien hat; hwant doe't syn soannen de flok oer har hellen hat er har der net ienris oer waernommen. En dêrom haw Ik sward: Wiswier, de sûnde fan Eli syn hûs sil yn der ivichheit net forsoene wurde troch slachtoffer of troch spiisoffer.'

Dy hiele nacht koe Samuël net mear sliepe. Hwat in skriklik oardiel soe der losbrekke oer Eli en syn soannen! En moast er dat nou tsjin Eli sizze, tsjin dy âld man, dy't as in heit en in mem foar him west hie en dêr't er sa folle fan hâldde? Hy doarst it net sizze; hij wie noch mar sa jong en Eli al sa âld. Koe in jonge it fonnis sizze oan in âld man?

Dy moarns die er al bitiid de doarren fan it godshûs iepen, mar hy gyng net daliks nei Eli ta en mijde him sa folle as er koe. Eli forneam it wol en hy koe it bêst bigripe, mar hy woe dochs witte hwat God him to sizzen hie. Dat it net folle goeds wêze koe, dat wist er yn it foar wol.

'Samuël, myn jonge!' rôp er. Samuël kaem. It bigreate him sa om dy âlde grize man dy't it sa goed miende. 'Hjir bin ik,' sei er, mar it klonk hiel oars as de nachts by Eli yn 'e keamer. De âldman sei: 'Hwat foar wurd is dit dat de Heare sprutsen hat? Ik wit wol dat it gjin bêst boadskip is, mar dû meist it my net forswije. Fannacht hat God dy wijd ta syn profeet en Hy sil dy swier straffe astû my ek mar ien wurd binefterhâldst fan alle wurden dy't er ta dy sprutsen hat.'

Doe wist de jonge Samuël dat er net langer swije mocht. Dy't ienkear Gods profeet is, moat alles sizze, ek al is it godswurd swier en al brekt him it hert fan fortriet. Hy fortelde alles, krekt sa't er it heard hie. Soe de âlde hegepreester nou noch oerein gean en it godshûs suverje? Soe er dy goddeleaze soannen nou noch weibanne út it hillichdom? Mar Eli kaem net oerein; hy bleau sitten dêr't er siet, âld en tige griis. It wie oft er mei syn bline eagen yn 'e fierte stoarre. Samuël hearde dat er yn himsels praette. 'It is de Heare; Hy mei dwaen hwat goed is yn syn eagen.' Doe roun de jonge fuort en gyng wer oan syn wurk, mar syn hert wie swier fan leed. Dizze moarn hie de bitterste fan syn libben west. En wer gyngen de jierren foarby en it like dat alles by it âlde bleau. Mar sûnt dy nacht spriek God faker ta Samuël en dy joech de wurden des Heare troch oan de bern fan Israël. Letter, as Eli der net mear wie, dan soe hy de rjochter wêze fan syn folk.

Ikabod

IT OARDIEL DAT SA LANG AL FOARsein wie oer it hûs fan Eli briek einlings los: de Filistinen foelen mei in machtich leger it lân fan Israël yn. Nou die it bliken dat der dochs hwat foroare wie sûnt de dagen fan Simson: doe lieten de bern fan Israël har rjochter allinne stean of forkochten se him sels oan 'e fijân, nou rôpen se sels ek in leger gear en trieken de fijân yn 'e mjitte. Mar it roun foar Israël op in swiere nederlaech út; hoewol't hja dapper fochten, wounen de Filistinen de slach en fan Israël foelen der fjouwer tûzen man.

It wie ek gjin wûnder dat it sa gyng: de Heare woe dit folk net helpe dat altyd wer de ûngoaden tsjinne, dat syn wetten gjin acht sloech en syn hûs ûnthillige. Earst moasten se it fiele, dit oerhearrich skaei en har bikeare en de bylden út har formidden wei dwaen, ear't God syn seine oer har wapens jaen woe.

Mar de âldsten fan it folk forstiene it net. As de Heare har dan net helpe woe, dan wisten se wol in middel om him to twingen! En de jouns, doe't hja nei de slach wer yn it legerkamp kamen, seine se tsjininoar: ‘Lit ús de arke fan it forboun des Heare, dy't to Silo is, ophelje, dat dy yn ús leger komt en dat dy ús forlost út 'e hân fan ús fijannen.’ It wie in dwaes plan: hoe soe de arke har helpe kinne as Godsels net helpe woe? It wie ek in sûndich plan: de arke mei de gouden ingelen hearde yn 'e donkere keamer fan it godshûs achter de swiere gerdinen en net op it iepen fjild yn it wyld trelit fan 'e striid.

De âlde Eli huvere op syn hege stoel, doe't de âldsten kamen om de arke to heljen. Hy wist dat it net mocht, hy wist dat it net helpe soe. Hoe koene se dit dwaen en

weagje de hillige ark der oan? Mar hy wie âld en blyn, in man dy't syn tiid hawn hie en gjin ien telde him mear. It joech neat, dat er der hwat fan sei; hja harken dochs net nei him en Hofni en Pinehas founen it wol goed. Mei noch twa oare preesters droegen se de ark en moedich setten se de stap nei it kamp to Afek. Nou gyngen se der oan, dy ûnbisnienen, nou soe Israël wraek nimme oer de deaden dy't noch op it slachfjild leine, nou moast de Heare har helpe. Hwant God mocht dan forgrime wêze op syn folk, Hy soe syn eigen arke net yn 'e steek litte. Nou moast Er fanwegen komme, de Heare der hearskaren, en har de oerwinning jaen. En doe't de fjouwer preesters it kamp yngyngen jubelen de Israëliten it út, dat it fier oer de fjilden klonk.

Sels de Filistinen hearden it yn har tinten en fregen forheard: ‘Hwatfoar lûd jûchhei is dat yn it kamp fan de Hébréërs?’ Der moast hwat bysûnders wêze, dat de fijân bliid wie nei sok in swiere slach. Hja stjûrden der bispieders op út en dy kamen al gau werom mei it birjocht, dat de arke des Heare yn it leger wie. Doe sloech de fiif keningen de skrik om it hert. Dit wie net bêst! As hja de ark by har hiene, dan wie fansels de Heare der ek, dan soe de striid net gean tsjin dat boere-leger dat hja al in kear forslein hiene, mar tsjin de God fan Israël. Tsjin dyselde God dy't syn folk opfierd hie út Egypte, dy't it biwarre hie yn 'e wyldernis en dy't it dit lân biskikt hie. Noch noait earder wie soks bard. ‘Wé ús, hwa sil ús rêdde ut 'e hannen fan dy machtige God?’ Mar it hie gjin sin om der langer oer yn to sitten, om noch langer ‘wé’ to roppen. Nou moasten se noch better fjochtsje as de foarige kear, nou moasten se alles op alles sette en man foar man moast it úterste jaen. En ear't hja de oare deis de oanfal bigounen, skerpen se it har soldaten noch ien kear yn. ‘Wês sterk en wês mannen, jimme Filistinen, dat jim de Hébréërs net hoege to tsjinjen, lyk as hja jimme tsjinne hawwe. Dat wês manhaftich en fjochtsje fûl.’

En doe bigoun de slach. De mannen fan Israël strieden út alle macht. God wie by har, dat hja moasten it winne. Mar it duorre net lang of de fijân krong har to-bek, de brede slach-rige bûgde troch en doe't de Filistinen in wylde oanfal ynsetten, brieken se troch de slach-oarder fan Israël. As liuwen fochten se, de ûnbisnienen en har bêste mannen houden harsels in paed nei de ark. Ien foar ien foelen de Israeliten om 'e ark; stap foar stap kaem de fijân tichter by. De preesters flechten net. Oan it lêst ta tochten se dat der in wûnder barre soe. Israël koe de slach forlieze, dat wie earder bard, mar de Heare soe syn arke rêdde. Doe't de ûnbisnienen troch de lêste rige brieken en op 'e arke ta-sprongen doe hopen se noch...

Sa foelen se, de fjouwer preesters en har reade bloed spatte op it donkere kleed oer de ark. Hofni en Pinehas soene op ien dei stjerre: de Godsman hie it sein en de Heare is gjin man dat Er leagenje soe. Doe taestten de ûnbisnienen de arke fan it forboun des Heare oan en droegen him mei haesten fuort. Oer it slachfjild gyng har wyld en dryst jûchhei.

Doe't de mannen fan Israël seagen dat de arke nommen wie, joegen se alle moed forlern. Hwat koene minsken noch, nou't God sels forslein wie? Hja smieten de wapens fuort en rounen om har libben. It hiele leger fan 'e Filistinen sette har nei. It waerd in skriklike slachting yn 'e smelle wegen tusken de bergen en doe't lang-omlet de sinne ûndergyng leine de forsleinen by tûzenen op it fjild.

En wer hiene de Filistinen woun en nou foargoed. Hiel it lân lei foar har iepen, de wei nei Silo dêr't it hûs stie fan dy sterke God, de wei nei elke stêd, nei alle fette flakten. Nou hie it bliken dien dat Dagon sterker wie as de God fan Israël. Dat folk út Egypte hie gjin god mear en gjin takomst.

Hja brochten de gouden ark nei har eigen lân en setten him del yn 'e timpel fan Dagon dy't to Asdod stie.

De deis dat by Afek syn beide soannen foelen siet Eli bûten de poarte, by de wei dy't fan Silo nei Mizpa rint. Dy kant út wei moasten de boaden werom komme mei tiding fan it leger; dy wei lâns moast ek de arke werom komme út 'e slach. En fan alles dat syn âld hert bineare, dy freeslike dei, wie dat it slimste noch. Dat syn beide soannen stjerre koene, dat Israël de slach forlieze koe, it wie noch sa slim net as dat de ark út it Godshûs miste en swalke oer it slachfjild. It hie in great kwea west, hy

hie it forbiede moatten, mar hwat joegen se om him, in âld man, wurch en blyn en omtrint hûndert jier? Hy leaude al net mear oan in oerwinning, hy makke der rekken op dat syn soannen stjerre soene, mar al syn langst en hope gyng út nei Gods gouden ark. As dy net werom kaem, as dy yn 'e hannen fan 'e ûnbisnienen foel, as God net langer wenne by syn folk, dan hâldde alles op. Mar God wie almachtich en great fan genede; miskien soe Er wegen fine om syn arke to biwarjen, ek al wie de slach forlern.

Lang siet er dêr yn 'e hege stoel, in âld en swier man, de preesterlike mûtse op syn tin griis hier. Wachtsje... Hy koe oars net mear as wachtsje en it duorre sa lang, sa lang. Soms hie er noch hope en dan seine syn lippen in koart gebet; dan wer like alles swart en tsjuster en woe er wol dat er dea wie. Hwerom moast hy nou sa âld wurde, acht-en-njoggentich al? Hjoed foelen op it slachfjild de jonge sterke keardels en hy libbe noch. En as de ark net werom kaem... Dan hope er, dat er ek mar stjerre mocht...

Hofni en Pinehas. Hy hie sa graech wollen dat hja noch foroare wiene, dat hja har skuld biliden hiene. Nou stoaren se yn har sûnde... Mar de arke, dat wie noch slimmer... En sa wie de âlde Eli op dizze lêste dei fan syn libben, hwat er oars noait wêze koe: in echte hegepreester. Hwant dy't Gods hegepreester is, dy moat it hillichdom, it alter, de arke leaver ha as syn eigen bern.

De âldman forskikte op 'e stoel en spande him ta harkjen. Op 'e wei kamen stappen, wurge, stuitlige stappen fan ien dy't lang roun hat. In boade. O God, nou soe er it hearre. In man roun flak by him lâns. Dat er nou neat sjen koe! Hy hearde it wynderjen fan klean, it hymjen fan ien dy't hast net mear kin. Hy woe roppe: Myn soan, ik bin de hegepreester, siz my alles. Mar de boade wie al foarby. Yn 'e poarte klonken stimmen, mar it wie to fier ôf, hy koe it net forstean. Hja forgeaten him; hy wie to âld, hy telde net mear mei. Mar hy moast it witte; hy moast witte hoe't it mei de arke gien wie!

Hy wachte. Syn hert sloech rêd; it bisette him suver. Kaem der dan noait ien by him? Doe hearde er ynienen in lûd gerop, it gûlen fan bern, froulju dy't jammeren. Dan wie de slach forlern! Al mear stimmen gûlden en rôpen wé. ‘Hwat is dat foar lûde opskuor?’ rôp er. Doe waerden se him dan einlings yndachtich en stjûrden de boade nei him ta. De âldman seach net dat de boade foar him bûgde; hy koe ek net sjen dat syn klean to-skuord wiene en dat er ierde op 'e holle hie, ta teken fan djippe rou. Mar der ûntkaem him gjin inkeld wurd.

‘Ik bin hjoed fan it slachtfjild kommen, ja, ik bin flechte út 'e slachrige fan Israëls bern. Us leger is forslein - en it is in swiere slachting wurden - boppedat binne jins beide soannen stoarn - en de arke Gods is nommen.’

Doe't de boade dat sei fan 'e forlerne slach en fan syn beide soannen, hâldde de âldman him goed. Syn hannen trillen mar oars forweegde er net. Mar doe't er hearde dat de fijân de arke nommen hie, sloech er wanhopich de hannen omheech; it bloed roun him nei de holle, hy glied foaroer. Ear't se him heine koene sloech er mei in swiere slach tsjin 'e groun. Hja bûgden oer him hinne en woene him helpe. Doe seagen se dat er al wei wie: hy hie de nekke brutsen. Dyselde deis krige de frou fan Pinehas in jonge soan. Hja hie krekt it nijs heard: har man wie fallen en de arke yn hannen fan 'e ûnbisnienen en hja fielde it, dit kaem se net wer to boppe; dit waerd har dea. De froulju dy't by har bêd stiene seine: ‘Wês net bang, hwant jo hawwe in soan krige.’ Drôvich kearde se de holle ôf. Oars soe se bliid west ha mei har berntsje, mar nou wie it as koe se it net mear bigripe. Net oan 'e lytse jonge tocht se, mar it

meast oan de arke. Doe't hja it bern yn har earmen leine, hie se de krêft noch ta ien wurd. ‘Ikabod’, flústere se. De eare is fuort út Israël. Ikabod, ‘Sûnder eare’, dy namme krige de jonge soan. Doe stoar se...

De deis dêroan trieken de Filistinen de stêd Silo yn en forbaernden alles mei fjûr en sloegen alles dea dat noch net flechte wie. Noch noait hiene se sa'n oerwinning bihelle. Nou wie der gjin hillichdom mear yn Israël, gjin timpel dêr't it folk syn offers bringe koe en yn 'e stêd Asdod stie Gods gouden arke yn it stof foar it byld fan Dagon. De Heare hie syn folk forlitten; it oardiel dat sa lang al drige hie,

wie kommen oer it oerhearrich folk en oer in ûnhillich godshûs.

Mar ek nou soe God syn folk en syn arke net forjitte.

De arke fan Israëls God

SA STIE DAN DE ARKE FAN GOD to Asdod yn 'e timpel: in smelle gouden kiste foar it machtich Dagonsbyld. Noch noait hiene de preesters sa greatsk west as dy middeis doe't de arke brocht waerd en noait hiene se der sa folle reden ta hawn. Wol sterk moast Dagon wêze, dat dy machtige God fan Israël foar him bilies jaen moast...

De oare moarns ier en bitiid wiene de preesters al wer yn it godshûs; hja forwachten gâns folk dizze dei en de romte fan offers. Mar it sette net bêst yn: oer de flier, flak foar de arke, lei it byld fan Dagon foaroer yn it stof en oars wie der yn hiel de wide timpel gjin ding fan it plak. In ûngelok koe it net wêze. Wie dy god fan 'e Hébréërs dan dochs noch sterker as hja tochten? Út 'er haest setten se Dagon wer oerein en op syn fuotstik; dit mocht gjin ien witte.

Mar doe't hja de deis dêroan wer yn 'e timpel kamen, lei har god wer plat oer de groun en dizze kear koene se it net stilhâlde: it byld wie brutsen en de holle en beide hannen leine op 'e drompel.

De preesters bisauden har. Dit wie net bêst! En dit koe noait forholpen wurde ear't de earste minsken kamen. Dy hiele dei stie der in wachter by de drompel om op to passen dat der net ien op trape; it soe gjin foech jaen dat minsken de fuotten setten, dêr't Dagon syn hillige holle lein hie. En sûnt is dat to Asdod in fêste regel wurden dat elk dy't út en yn gyng oer de drompel hinne stapte.

It byld fan Dagon wie al gauw wer makke en nei dy twa kearen foel it net wer. De preesters doarsten de holle wer op to stekken en sprieken wer fan Dagon's macht. Hy wie dochs sterker as de god fan de Hébréërs. Mar om dy tiid briek der ûnforwachts in sykte út yn Asdod en yn 'e doarpen dy't der by hearden; de minsken krigen swolmen oan har, dy't etteren en tige pynlik wiene en al gau stoaren de earsten. It slimste wie noch dat it oanhong: de iene stiek de oare oan en sa roun it fierder fan hûs nei hûs, fan strjitte nei strjitte, fan it iene doarp nei it oare. It kaem sa fier dat de strjitten útstoarn liken en op 'e lannen om Asdod hinne lei it wurk suver stil. En as wie dy iene ramp noch net slimmernôch: doe briek der ek noch in mûzepleach út op it fjild. Noch noait hiene op 'e fjilden de mûzen sa machtich west en neat dat hja der oan diene holp. It like wol dat Dagon, dy't de god wie fan it nôt en dy't de fruchten út 'e ierde sprute liet, dit leger fan mûzen net oer koe.

De minsken fan Asdod twivelen der net oan of dizze beide pleagen kamen fan 'e Heare. Hy sloech har mei dy etterjende swolmen en hy stjûrde syn mûzen yn har kostlik nôt. It kaem allegearre fan dy arke dy't to pronk stie yn 'e timpel. En alle offers dy't de preesters opdroegen holpen neat; gjin dokter noch biswarder koe útkomst bringe; de pleagen waerden earder minder oan. It wie spitich dat it sa roun; hja hiene sa greatsk op dy arke west en der wie sa bloedich foar fochten, mar nou moast er fuort. Hja rôpen de fiif keningen gear yn 'e stêd en dy waerden to riede dat de arke net to Asdod bliuwe koe. It wie net earlik dat ien stêd allinne it lêst der fan ha soe: de arke moast nei Gath.

Dat op in goede dei teagen de mannen fan Asdod de poarte út en droegen de gouden kiste plechtich nei Gath. Hja wiene tige bliid dat hja him kwyt wiene, mar hy wie

noch mar krekt to Gath of dêr brieken ek de pleagen út: de mûzen to-frieten de fruchten op it lân en de minsken yn 'e stêd wiene forlegen fan 'e swolmen.

De âldsten fan Gath hiene de arke mar leafst daliks fierder stjûrd, mar dat koe fansels sa mar net. It wie in wettich bislút fan 'e fiif foarsten dat hja him nou ha moasten en hja hâldden moedich fol. Mar doe't de pleagen al slimmer oan waerden en der al mear minsken stoaren, rôpen hja ek de foarsten op. De fiif keningen praetten wiid en breed en nei lang birie ornearren se, dat de arke dan mar nei Ekron moast. Dêr soene se der wis net bliid mei wêze, mar it wie net mear as billik: Asdod en Gath hiene der al genôch fan hawn.

De arke wie noch hast net binnen de poarte

fan Ekron doe't ek dêr de pleagen bigounen. It waerd noch slimmer as yn 'e oare stêdden, forskate minsken stoaren en dy't it libben hâldden wiene forlegen fan 'e swolmen en jammeren it út fan pine. De âldsten fan Ekron wachten net lang en wer moasten de keningen gearkomme en in bislút nimme. De mannen fan Ekron praetten der net om hinne. ‘Hja hawwe de arke fan Israëls God by ús brocht om ús folk to deadzjen’, seine se bitter. ‘Stjûr dat ûnheilsding dochs fuort, hwant ús hiele lân giet der oan. Moatte Askelon en Gaza earst ek noch slein wurde, ear't jim it leauwe wolle? Hwant syn hân leit swier oer ús en oer ús god Dagon.’

De foarsten koene der net tsjin ynlizze; hoe spitich it ek wie, de arke moast wer nei Israël en hja fregen de preesters en de wiersizzers hwat de bêste manear wie om him werom to bringen. Dy hoegden har net lang to birieden en kamen mei in tige forstannich plan. ‘Ien fan beiden’, seine se, ‘de god fan Israël hat ús dit oandien en dan moat Er syn arke wer ha, of it binne gewoane rampen en dan soe it gjin sin ha en jow de arke oer. Wy tinke foar it neiste dat dy god ús dizze pleagen stjûrd hat, mar it bêste is en lit himsels útwizing dwaen. Dat set dy arke op in nije wein en span der twa kij foar dy't net lang lyn kealle ha en slút de keallen op yn 'e stâl; as dy bisten dan by har keallen weigean, de kant op nei Israël, dan is it dúdlik dat de Heare ús slein hat en dat Er syn arke wer ha wol. Mar mochten de kij net rinne wolle en by har keallen bliuwe, dan hat syn hân ús net rekke en sille de pleagen fansels wer oer gean. Mar tink der om, dat jim de arke net sa mar op 'e wein sette, mar doch der in skuld-offer by, oars soe syn grime op 'e nij gleon oer ús wurde. Meitsje fiif gouden mûzen en fiif gouden swolmen, neffens it tal fan ús stêdden en set dy yn in kistke njonken de arke; slach dan de kij yn en lit se frij har wegen gean. Hwant it soe gjin sin hawwe en gean noch langer tsjin dy god yn en bihurdzje jimme hert lyk as destiids de Farao dien hat. En dy moast likegoed bilies jaen, doe't de pleagen swier waerden.’

De fiif keningen harken nei de wize rie fan 'e preesters en makken alles ré. Op in moaije dei yn 'e foarsimmer stie in nije wein by de poarte fan Ekron klear op 'e wei nei Beth-Semes, de earste stêd oer de grins fan Israël. Twa kij stiene der foar en by har, op hege, knoflige poaten, stiene har keallen. Op 'e wein stie de arke ûnder de swiere kleden en dêrnjonken it kistke mei it gouden soenoffer en achter de ark, ré ta de reis, stiene de foarsten sels. Hja joegen de wink en twa tsjinners pakten de keallen en sleepten se fuort. De Filistinen wachten en rutsen de halzen. Hoe soe it nou gean?

De beide kij skodden de koppen ûnder it houten jûk en baltten om har keallen. En doe ynienen, as waerden se stjûrd, rounen se de wei op, de kant út nei Beth-Semes en hâldden, al baltende, de hearre-wei. Achter de wein, earbiedich en swijend, rounen de fiif keningen. Noait hiene se sa goed witten, de foarsten fan Filistéa, dat de Heare in great God is, as dy deis, by dy lange mars yn 'e gleone sinne oer de moudige wei. En God de Heare, dy't alles sjocht, hie Syn hege wille oan dizze frjemde optocht: twa nijmelke kij, in nije wein, it gouden offer, syn hillige arke en ta bislút fiif keningen...

Dy deis wiene alle mânlju fan Beth-Semes oan it sichtsjen yn 'e delling. Doe't hja efkes skoften om it swit út 'e eagen to feijen, seagen se op 'e wei dy frjemde stoet: in wein mei twa kij der foar en gjin fuorman en in ein der achter fiif mânlju yn keningspronk. Binijd seagen se der nei. Doe rôp ien: ‘De arke; de arke komt werom út it lân fan 'e Filistinenl Us God komt thús út it lân fan 'e fijân’. Hja smieten de sichten der hinne en gyngen de arke to-mjitte. De beide kij draeiden fan 'e wei ôf it

lân fan Jozua op, in boer dy't to Beth-Semes wenne, en by in greate stien bleauwen se stean. Der wennen to Beth-Semes Leviten en dy kamen der by en tilden de arke fan 'e wein en setten him op 'e platte stien. Doe kleauwen se it hout fan 'e nije wein en offeren de beide kij de Heare ta in tank-offer. De keningen fan 'e Filistinen gyngen werom nei har lân; hja hiene har plicht dien en har hege gast oer de grinzen brocht, sa't it foarsten foeget.

Dy hiele dei wie it feest yn 'e delling fan Beth-Semes. De iene nei de oare brocht syn offer oan en ta de joun út rikken de alters. Mar doe't hja iten en dronken hiene, de mannen fan 'e stêd, waerden se oer-

dwealsk en forgeaten Gods wet en dryst kamen se op de ark ta en seagen der yn. Doe briek der in pleach út en noch dyselde jouns stoaren der sawntich man. Sa waerd de blide dei dat des Heare ark wer yn Israël kaem, in dei fan bittere rou.

It folk fan Beth-Semes doarst de ark net langer to hâlden en ynpleats is er nei Kirjath-Jearim brocht yn it hûs fan Abinadab, dêr't er lange jierren stien hat.

De rjochter Samuel

NEI DE SLACH BIJ AFEK DÊR'T Hofni en Pinehas foelen, en de arke des Heare nommen waerd, hearsken de Filistinen oer Israël. Op fêste tiden moast it folk skatting bitelje en yn ûnderskate stêdden lei in Filistynske bisetting. De stêd Silo en it hûs Gods hiene se forbaernd en wol wie de arke wer yn Israël kommen en doarsten se dêr gjin hannen wer oan slaen, mar fierder diene se krekt as wie it lân fan Israël harres. Fan alles bitochten se om Israëls bern der ûnder to hâlden: de smidden namen se mei nei har lân, dat gjin ien by steat wêze soe om wapens to smeijen en as de boeren yn Israël it ark slypje litte moasten, of in ploege of houwer makke wurde moast, dan koene se allinne by in Filistynske smid torjochte.

Jierren en jierren duorre dat sa en folle tweintich jier nei de forlerne slach, suchte Israël noch altyd ûnder it jûk fan 'e Filistinen. En dochs wie der yn dy tiid gâns foroare. Yn stilte wurke Samuël en rjochte it folk yn 'e kontreijen fan Rama. Mar net allinne yn dat lytse rountsje fan Efraïm hie er ynfloed: syn boaden trieken hiele Israël troch en sprieken it bange folk wer moed yn. Israël hoegde net ûnder de Filistinen to bliuwen, God woe har forlosse, as hja mar op him bitrouden en de ûngoaden net mear tsjinnen. En stadich-oan wie der hwat foroare yn 'e herten fan Israëls bern; al mear kamen der dy't har ta de Heare bikearden, al mear minsken doarsten de striid tsjin 'e fijân oan. As Samuël har mar foargean woe, dan soene se komme.

Fansels woe Samuël wol. Al dy jierren hie er bidden en wurke om it safier to krijen. Hy die de boade oan it folk dat hja earst alle frjemde goaden út har formidden wei dwaen moasten en dan, as dat bard wie, soe er har oproppe ta de striid. Doe romme it folk de Baäls-alters op en forbaernde de asjeara's en hja tsjinnen de Heare allinne. Doe wie de tiid kommen om de striid to bigjinnen. To Mispa kaem it folk fan Israël gear om har skuld en sûnde to biliden en om har to rissen ta de slach. Foar it alter des Heare geaten se wetter út: in teken dat hja birou hiene oer har kwea en dat hja har herten oan Him jaen woene. Mar ear't hja noch praet hiene oer de opstân tsjin 'e Filistinen, kaem de fijân al opsetten. De Filistinen bigriepen wol hwat dy gearkomste to Mispa bitsjutte: it soe útrinne op oarloch en nou woene se foar wêze. Yn ien wylde oanfal soene se it kamp oerfalle en de âldsten fan Israël deadzje en as Samuël der net mear wie, dan soe der oan alle forset in ein komme.

En wer waerden de Israëliten bang foar de âlde fijân. Yn al dy jieren hiene se noch noait in slach winne kinnen en nou wiene se noch hast net iens klear en dêr kaem de Filistyn al wer oan mei in greate legermacht. En tsjin Samuël seine se: ‘Rop dochs foar ús ta de Heare ús God, dat Er ús forlosse mei út 'e hân fan dy ûnbisnienen’.

Samuël makke alles ré ta in bysûnder offer. De minsken tochten dat er in mannichte bisten slachtsje soe, in rige skiep en kij, mar hy naem ynpleats ien lyts sûchlaem en lei dat op it alter. It wie oft er sizze woe: it sit him net yn greate offers en net yn streamen bloed, it komt op it hert oan. It is de Heare net to rêdden om it fet fan

rammen en om 'e reek fan hûndert offers: it is him to dwaen om in folk dat him leaf hat en syn wetten hâldt.

It offerlaem wie noch net iens fortard doe't de Filistinen al by it kamp wiene en op Israël oanfoelen. It waerd in fûle slach, mar der briek in swiere tongerbui los en de Heare forbjustere de Filistinen, dat hja forslein waerden en op 'e flecht gyngen. De mannen fan Israël efterfolgen har en gâns fijannen foelen dy deis. Nei de slach naem Samuël in stien en sette dy op ta in oantinken oan dizze greate oerwinning. Sûnt dy tiid neamden se dat plak Eben-

Haëzer, ‘Stien-fan-Gods-help’. It lei ticht by Afek, dêr't tweintich jier earder de Filistinen har slach slein hiene.

Dizze earste oerwinning op 'e Filistinen wie net mear as in lyts bigjin. Noch tiden lang hearsken de Filistinen oer Israël, oant yn letter dagen oaren it wurk fan Samuël oernamen en de wrede fijân foargoed oer de grinzen smieten.

Nei de oerwinning by Eben-Haëzer krige de rjochter Samuël noch mear to sizzen; net allinne mear yn it berchlân fan Efraïm, mar ek yn Juda rjochte er it folk. Doe't er âlder waerd koe er lykwols dy lange reizen net mear dwaen en stelde er syn beide soannen oan as rjochter yn it Suden. It die al gau bliken dat hja net op har heit liken; hja makken misbrûk fan har macht en fordrukten it folk. Foar de earmen wie der gjin rjocht en de riken kochten de beide mannen om.

Doe't dat lang sa gien wie kamen de âldsten fan it folk wer by Samuël to Mispa. ‘Sa kin it net langer’, seine se; ‘jo binne âld en jins soannen bûge it rjocht, dat jow ús in kening lyk as alle oare folken hawwe.’ Samuël wie suver forslein. Hy koe it net goedkrije dat it folk in kening frege: Israël hoegde gjin kening, it hie syn God en de wet fan Mozes, en as der gefaren drigen, koe God in rjochter jaen! En hy foun it ek net moai dat hja him en syn soannen oan 'e kant sette woene. Jierren hie er foar har wurke, dei en nacht hie er om har yn noed west, en nou dit. Hy forgeat dat syn soannen, Joël en Abia, it der nei makke hiene en dat it net tsjin him gyng. Dat hja fan him in kening fregen wie biwiis genôch dat hja heech by him opseagen.

Dat doe't er him by God biklage en sei dat in ûntankber folk him forwurpen hie, wiisde de Heare him to plak. ‘It is net wier dat hja dy forwurpen hawwe, Samuël; hja hawwe mei har tsjinst fan frjemde goaden My forwurpen, dat Ik gjin kening oer har wêze sil en dat is minder. Mar jow se nou har sin en siz dat hja in kening hawwe sille; siz it harren lykwols goed oan dat in kening ek swiere lêsten op har lizze sil en har ek fordrukke kin’.

Mei skrille kleuren tekene Samuël har it keningsrjocht. ‘Hy sil jimme soannen nimme ta syn leger en om foar him to arbeidzjen; jimme dochters om syn slavinnen to wêzen, jimme bêste stikken lân en jimme hôven, de tsienden fan jimme risping, jim keppels en jim ezels en jim sels sil er twinge ta swiere heare-tsjinst. En as jimme ien kear in kening hawwe, sil God jimme net op jim klachten antwurdzje; dan is it to let’.

Mar it folk harke net nei Samuël syn warskôging. ‘It is ús allegearre goed, mar as der earst mar in kening is, dan sille wy de frjemde folken oer kinne en de kening sil ús rjochtsje en ús oanfiere yn 'e striid en ús lân sil wer frij wurde’.

Doe liet Samuël har gean en it folk teach nei hûs, bliid dat hja nou mei gauwens in kening hawwe soene. Dat God har kening bleau, ek al soe Er har yn syn gunst har bigearten jaen, dêr tochten se net folle oer.

Saul, de soan fan Kis

AL LANG FOAR'T IT FOLK FAN Israël om in kening frege en Samuël har syn tasizzing die, hie de Heare in kening foar har útsjoen: Saul, de soan fan Kis, út 'e stam fan Benjamin.

Hy wie in man fan om en by de fjirtich jier, dizze boere-soan út it stedtsje Gibea, sterk en breed en in holle greater as oare minsken. Alle dagen die er gewoan syn

wurk op it lân en it kaem net by him op dat er ienris roppen wurde soe ta heger steat, ta it keningskip oer alle stammen fan Israël. Op in kear rekken de ezelinnen, dy't fier fan hûs weiden, wei en stjûrde syn heit him der op út om se to sykjen. Ien fan 'e feinten gyng mei.

Hja wiene al in pear dagen fan hûs, de beide mannen, doe hiene se noch neat fan 'e ezelinnen fornommen en Saul praette der oer om wer nei hûs; hy tocht dat syn heit wol ris oer har ynsitte koe ynpleats fan oer de ezels. De feint lykwols, wist better rie. Hja wiene flak by Rama, de stêd dêr't Samuël wenne en it like him ta dat hja earst de sjenner freegje moasten. Saul foun it wol goed, mar dy't nei de sjenner gyng - sa neamden se doetiids in profeet - en God bifrege, dy moast in geskink meinimme en hja hiene neat by har; sels it

brea foar ûnderweis wie sa goed as op. Mar de feint liet it der net by sitte, hy taestte yn 'e gurle en der foun er yn in hoekje noch in kwartsje, it fjirde fan in sikkel sulver. As hja dat dan de profeet ris joegen? ‘Dat is in wiis wurd’, sei Saul, ‘lit ús dan nei Rama gean’. In kwartsje wie wis gjin great stik jild, mar it wie better as neat en greate stikken soe de sjenner ek net wend wêze. Hy koe net witte dat it dizze kear wol sûnder jild koe, hwant Samuël forwachte him al. De deis fan to foaren hie de Heare tsjin him sein: ‘Moarn om dizze tiid sil Ik in man út 'e stam Benjamin nei dy ta stjûre; dy silstû salvje ta foarst oer myn folk Israël en hy sil har forlosse út 'e hân fan 'e Filistinen’.

Hja hearden fan fammen dy't de stêd út wei kamen om wetter to heljen, dat Samuël yn 'e stêd wie en dat er nei de offerhichte soe, tichte by de stêd, om oan to sitten oan it offermiel. Fuort by de poarte fan 'e stêd troffen se him. En wylst hja op him takamen, sei de Heare tsjin him: ‘Dit is de man dêr't Ik dy fan sprutsen haw.’ Tagelyk wie Saul al by him en frege: ‘Kinne jo ús miskien sizze hwêr't yn dizze stêd it hûs fan 'e sjenner is?’ Samuël seach him oan en glimke: ‘Ik bin de sjenner sels. Mar ik stie ré om nei it offerfeest ta, dat op 'e hichte hâlden wurdt, dat kom nou mei my, hwant jim moatte hjoed by ús ite. En dy ezelinnen, dy't wei wiene, sit dêr mar net oer yn, hwant dy binne der al wer. Nammers, hwat bitsjutte in mannich ezels, nou't dat hwat hiele Israël bigeart foar jo en jins heite hûs is?’

Saul wist net hwat er der sa gau oan hie. Hwat woe dy sjenner dochs? Hwerom moasten se mei oan it miel yn dizze stêd dêr't gjin ien him koe? Hoe kaem it dat Samuël oer dy ezelinnen bigoun, noch ear't er der nei frege hie? En hwat bitsjutten dy lêste, wûndere wurden? Hy koe dochs net bidoele dat it keningskip foar him ornearre wie? En dimmen sei er: ‘Ik bin út 'e stam fan Benjamin, de lytste yn Israël en myn geslacht is lang it greatste net; hoe sprekke jo my dan mei sokke wurden oan?’

Mar Samuël gyng der net fierder op yn en swijend, djip yn gedachten gyng er har foar nei de offerhichte. Dus dizze man soe kening wurde fan Israël. It hie wol minder kinnen! Breed yn 'e skouders wie er, tige lang en hy roun mei linige, feariende stappen. En sa gewoan wie er, alhiel net greatsk en út 'e hichte, al hie er dan in tsjinner mei op reis. Hy soe joun noch wol mei him prate, mar hy koe it net helpe, hy mocht him nou al greach lije. En al de biswieren tsjin it keningskip, dy't er de deis fan Mispa sa breed útmetten hie, foelen by him wei. Dizze man woe er sjen oan it haed fan in leger, in gouden keningsdiadeem om 'e foarholle, it bleate swurd yn 'e brune fûst...

Yn 'e keamer, dêr't de offertafel ré stie en de tritich gasten al wachten, sette er Saul op it eareplak en de kok sette foar Saul it skouderstik del, it bêste fan it offerfleis, It koe him neat skele dat de mannen fan Rama de frjemdling mei skeane eagen oanseagen; dat moasten se hjoed sa mar nimme, letter soene se it wol better bigripe. Nei it miel gyngen Saul en syn tsjinner mei him nei hûs en dy stille joun, op it platte dak, praetten se lang en earnstich. It wie al let doe't hja har ta sliepen joegen.

De oare moarns bitiid, de dage wie noch mar amper oan 'e loft, wiene se al wer klear om fuort en lyk as it foeget foar in hege gast oer, brocht Samuël har in ein. Op it fjild, om 'e stêd, wie it stil; sa fier't hja sjen koene wie der net ien dy't har steure koe. ‘Bliuw hjir stean’, sei Samuël, ‘stjûr jins feint in ein foarút, hwant ik haw in godswurd oan jo’.

Hja wachten sa lang dat de feint har net mear forstean koe; doe naem Samuël ûnder syn mantel wei de krûk mei oalje en geat dy leech oer Saul syn holle. ‘Sa salvet de Heare jo ta kening oer syn erfdiel’. Doe sloech er de earmen om him hinne en patte him. It like wol as naem in âlde heit ôfskie fan in soan dy't er leaf hie.

Samuël bigriep wol dat it in great ding wie foar Saul, dat er kening wurde moast; to great hast om it to leauwen en dêrom joech er him in teken dat alles neikomme soe. ‘As jimme strak fierder reizgje, sille jim earst twa mânlju treffe by it grêf fan Rachel en dy sille jim fortelle dat de ezelinnen foun binne; dan sille jim by de ikebeam fan Thabor trije mannen moetsje dy't op reis binne nei de timpel to Bethel, de iene mei trije bokjes, de oare mei trije bôlen en de tredde mei in folle wynsek. Dy sille jimme sounfreegje en jo twa bôlen jaen. En ta bislút sil jim ticht by hûs in skare profeten

yn 'e mjitte komme mei musyk en lûd gebear; dan sil de geast oer jo komme en jo sille mei har profetearje'.

Dêrnei gyng de âlde profeet syn wegen en Saul en syn feint setten de stap nei hûs. It kaem krekt út sa't Samuël sein hie en doe't hja by de heuvel fan Gibea kamen dêr't de Filistinen in pylder set hiene, hearden se yn 'e fierte de optocht fan profeten al. Stadich kamen se by de hichte del, de musyk foarop, en op 'e maet fan fluiten en tambourinen dounsen en sprongen se. En al mar oan profetearren se: wylde klanken dêr't gjin ien hwat fan forstean koe. En sa mar ynienen wie it oft Saul in oar minske waerd; fan in stille, kalme boer waerd er in oerstjûr profeet. Wyld mealden syn lange earmen yn it roun en midden tusken de dounsers roun er. Hy wist sels net mear hwat er die: boppe it wyld trelit fan harpen en fluiten bearde syn swiere stim.

Fansels wiene de minsken fan Gibea útroun om dizze frjemde optocht to sjen. It barde net faek dat sa'n rige profeten troch it lytse stedtsje triek en foaral de bern founen it prachtich. It soene wol frjemden wêze; it barde net faek dat in Israëlyt oan soks mei die. En doe wiisden se nei Saul dy't in holle boppe de oaren útstiek. Wie dat wier de soan fan Kis? Mar dan wie alles fierder mûglik. Trije dagen lyn wie er fuortgien om dy ezelinnen to sykjen, in fatsoenlik boereman, en nou krige syn heit him sa wer thús. Skamme er him dan nearne mear foar? En sels hie er al greate bern! De boargers fan Gibea skodden de wize hollen. 'Is Saul nou ek al ûnder de profeten?' En ien fan harren rôp forachtlik 'Och minsken, lit se gewurde, dat nuver folk. Hwa is har heit?' En dat lêste, as it sà sein waerd en op sa'n toan, hearde doe-tiids as in swiere forwinsking.

Saul bleau net lang by de profeten; dyselde deis noch kaem er werom en gyng bidaerd nei hûs. Gjin ien koe mear hwat oan him sjen en de minsken fan Gibea hiene der har niget oan. Sa kalm en evenredich gyng er de strjitten lâns, as hie er noait op ljochtskyndei mei sok dwylsinnich folk op 'en paed west! It skynde dochs hwat ta to fallen mei him...

Hja hiene it ris witte moatten dat dyselde Saul in wike-mannich letter har kening wêze soe. Mar hy praette der mei gjin ien oer, sels net tsjin syn neiste famylje, doe't dy him útfregen oer de lange reis. De oare moarns gyng er gewoan wer nei it lân.

Net lang nei dizze frjemde histoarje teagen de mannen fan Israël wer op nei Mispa. Elk dy't heal koe gyng dizze kear hinne, hwant hjoed soene se hearre hwa't har kening wurde soe.

Samuël spriek earst it folk noch ta. Hy koe it noch net goedkrije dat hja in kening easke hiene; dit folk hoegde gjin ierdske foarst om't hja God ta kening hiene. Mar om't God goed oer har wie, hie Er dochs in kening foar har ornearre en nou, de dei fan hjoed, soe Er mei it lot útwizing dwaen. Dan koene se to-minsten letter, as der hwat kaem, net sizze dat Samuël in forkearde kar dien hie! Hwant net hy biskikte har de kening, mar God.

Doe wurpen se plechtich it lot foar it antlit des Heare en Hy stjûrde it sa dat it lot foel op Saul, de soan fan Kis, út it geslacht fan Matri, út 'e stam fan Benjamin. Dus in Benjaminyt soe hearskje oer de stammen fan Israël. De measten hiene forwachte dat de kening komme soe út Efraim, of miskien út Juda. Mar God hie it sa beskikt en hja moasten der har mar nei sette. En as it in goed kening wie, hwat hindere it dan? Doe krongen se allegearre nei foaren en rôpen dat se him sjen woene. Samuël seach om him hinne, mar Saul wie nearne to sjen. Gjin ien wist hwêr't er wie en op

it lêst moast Samuël de Heare noch bifreegje. Hy antwurde: ‘Sykje him achter yn it kamp by de fetten en de pakken, dêr hat er him forskûle’. En der founen se him doe, de nije kening. Greatsk wie er to-minsten net, dat er him sa forskûle hie. Seach er tsjin it keningswurk oan? It soe ek wis net maklik wêze foar ien dy't altyd yn it boere-wurk stien hie, en mei de fijân noch altyd yn it lân. Mar it folk tocht net oan sokke dingen. Nou hiene se in kening, nou soe alles goed wurde. En hokfor kening! Mei holle en skouders stiek er boppe de minsken út. Samuël wiisde nei him. ‘Sjogge jim nou hwa't de Heare útkard hat?’ Doe briek de blide jubel los en gâns moedige jonge keardels joegen har by him. Hjir wiene se, ré ta de striid. As de nije kening har brûke koe...

Fansels wiene der ek guon dy't net sa bliid wiene. ‘Moat sa'n ien ús forlosse fan 'e

Filistinen?' seine se. 'In boer út Benjamin dy't him as in lyts bern forskûlet achter de pakken?' Mar it blide folk sloech har gjin acht en brocht de kening geskinken. In greate dei wie dit! Har earste kening. En mar in inkelen ien tocht der oan dat dit in hiel oare kening wêze soe as de keningen fan 'e folken. Yn 'e lannen om har hinne wie de foarst hast in soarte fan god en mocht er alles dwaen. Mar yn Israël wie de Heare de heechste kening en wie de foarst net mear as syn tsjinner. Hy soe oer har hearskje, en hja moasten dwaen hwat hy har oplei, mar sels moast er freegje: 'Heare, hwat wolle Jo dat ik dwaen sil?' As Saul sà syn keningsplicht dwaen soe, as er tagelyk de heechste hear wêze soe fan syn folk en de needrige tsjinner fan syn God, dan soe de Heare him seingje. Mar dan ek allinne...

Samuël, dy wist it wol, hoe't it wêze moast. Yn in boek skreau er alles op dat it folk dwaen moast en hwat de kening dwaen mocht. En dat boek fan it keningsrjocht lei er del yn it hûs fan God.

Jabes yn Gilead

DAT IT FOLK FAN ISRAEL MEI alle gewelt in kening ha woe, wie ek mei omdat krekt yn dy tiid in nij gefaer drige: in oanfal fan 'e Ammoniten. It wie lange jierren lyn dat de rjochter Jefta de Ammoniten forslein hie, en al dy tiid hie Israël gjin lêst fan har hawn, mar nou fielde de kening fan Ammon, Nahas, him sterk en woe er wraek nimme. Yn it westen hiene de stammen fan Israël it noch altyd mei de Filistinen to krijen, dat dy soene fêst net helpe kinne as Nahas mei syn leger yn Gilead foel. En dy nije kening dêr't er fan heard hie, Saul, de soan fan Kis, dy hie noch net iens in leger en wie net folle oars as in boer yn Benjamin. Dat op in goede dei triek kening Nahas mei in sterk leger oer de grins fan Gilead, de kant op nei de haedstêd Jabes en ear't de minsken dêrre der rjocht erch yn hiene, wie de stêd al ynsletten en koe der gjin ien mear yn of út. De âldsten seagen wol yn dat hja it noait lang hâlde koene tsjin sok in macht en stjûrden boaden om frede to freegjen. Hja wiene ré om de stêd oer to jaen en om de Ammoniten to tsjinjen, as de kening har dan it libben mar sparje woe.

Nahas hie wol tocht dat hja komme soene en hy hoegde him net lang to birieden op in antwurd. Frede koene se krije en it libben ek, mar as hja mienden dat hja der ôfkomme soene mei in swiere skatting, dan hiene se it fier mis. De dagen fan Jefta wiene foargoed oer en dizze kear wie Ammon de sterkste. Heech en greatsk stie er dêr yn 'e keningstint, foar de bûgende boaden en út syn swarte eagen fonke de haet. 'Ik wol frede mei jimme slute, mar allinne op bitingst dat ik alle man yn Jabes it rjochter each útstek; dat sil it teken wêze dat jim foar ivich myn slaven binne en tagelyk in skande foar hiele Israël.'

Lang rieplachten de âldsten fan Jabes oer de wurden fan 'e wrede kening. It wie wol freeslik, it rjochtereach misse to moatten, mar as hja har net oerjoegen, krige er de stêd dochs en dan soe alles dat libbe útroege wurde. It soe it bêste wêze dat hja har mar skikten; it wie altyd noch better mei ien each to libjen as mei twa eagen om to kommen en sadwaende rêdden se dan to-minsten har froulju en bern fan in wrede dea. Ien kear wie Jabes útmoarde troch it eigen folk; dat woene se net wer. Dan lieten se har noch leaver de eagen útstekke troch dy beulen fan Ammoniten!

En miskien, miskien wie der noch kâns op help. Hy woe de skande op hiele Israël lizze, hie er sein, dy wrede kening, mar dan moast er har ek tiid jaen om it alle

stammen oan to sizzen; oars koe Israël ommers altyd noch sizze: It kaem sa gau, wy wisten fan neat. Yn elk gefal soene se it freegje en hy wie sa greatsk en sa wis fan syn saek, dat it net ûnmûglik wie dat hja útstel krigen. Miskien joech it dan noch neat en woene de oare stammen lykwols net helpe, mar hja soene har bêst dwaen! Dat foar de twadde kear kamen de boaden yn 'e tint fan Nahas. Hja bûgden djip en seine: Wy witte dat jo sterker binne as wy en as it moat wolle wy ús oerjaen, mar gun ús sawn dagen de tiid, dat wy boaden stjûre troch hiele Israël; en as der dan net ien komt om ús to helpen, en dat sil wol net, dan sille wy de achtste deis de poarte iepensette, dat jim ús it each útstekke kinne'.

Nahas lake wreed. Dy sawn dagen útstel koene se krije en dy boaden mochten om him troch de stêdden fan Israël tsjen; der kaem dochs gjin help, sa goed koe er dy Israëliten wol. De iene stam woe foar de oare gjin hân útstekke en yn 'e âlde tiid hiene se meiïnoar dat selde Jabes útroege; dan soene se nou fêst har libben net weagje om de mannen fan Jabes to rêdden. Né, hy krige se wol, dy leffe Israëliten, dat hwat hindere it dan dat syn wraek in wike letter kaem? En de skande soe der nammersto greater troch wurde! 'Ik jow jim sawn dagen tiid', sei er spotsk, 'en jimme boaden meije gean dêr't jim wolle'.

Dyselde deis noch gyngen de seinboaden op reis. Sawn dagen wie neat to lang en hja reizgen, sa hurd as it mei mûglikheit koe, nei de stêd dêr't kening Saul wenne. Hja wisten sa gau noch net hwat hja oan har nije kening hiene - it wie noch mar in moanne nei dy gearkomste to Mispa - mar as der ien helpe koe, wie hy it. It wie syn plicht as kening, mar om't er út de stam fan Benjamin wie, moast er tominsten foar Jabes fiele. Yn dy freeslike tiid fan 'e boargeroarloch wiene fjouwer hûndert fammen fan Jabes mei Benjaminiten troud en nei safolle jierren wie dat noch net forgetten. As Benjamin net helpe woe en de nije kening net, dan hoegden se de oare stammen net iens to freegjen.

It wie al op 'e nei-dei dat hja to Gibea oankamen, wurch en út 'e liken fan 'e lange reis. Mar noch gunden se harsels gjin rêst: earst moast de hiele stêd har boadskip witte. Doe't de mannen fan Gibea it drôf forhael hearden, rekke alles yn 'e stêd yn ûnstjûr. Mânlju skuorden de mantels, froulju skriemden en fan 'e weromstuit gûlden de bern. Hwat wie dat freeslik, dat dy heidenen de mannen fan har folk it each útstekke soene. Dat soks nou sa mar koe! En sels sieten se der hast like slim foar mei dy Filistinen yn har lân! En op 'e nij brieken se út yn jammerklachten, al skrilder en lûder, dat it like as jammere de hiele stêd. Mar by al dy skriemende mânlju wie der net ien dy't sei: Kom lit ús Jabes helpe en de striid tsjin Ammon oangean. Hja tochten der net ienris oan. Hwant yn hiel dy stêd fol minsken wie der net ien dy't sa fêst op God bitroude, dat er syn libben weagje doarst.

En doe kaem kening Saul thús fan it lân dêr't er de hiele dei oan it wurk west hie; in pear kij dreau er foar him út, de poarte troch. Hy seach forheard om him hinne. Hwat skeelde der oan, dat al dy mânlju de klean to-skuord hiene en hwat woene dy frjemden dêr op it poarte-plein? 'Hwat skeelt jim, sa to skriemen?' frege er. Doe't er alles heard hie, lôge de grime yn him op. Hy trille fan lilkens, it wie as soe er der yn wei bliuwe. Wie dit nou de tiid om to skriemen en to gûlen? Wie der dan net ien fan dit leffe folk dy't nei de wapens taestte en helpe woe? Moast dy Nahas fan Ammon dan syn sin mar ha en dizze swiere skande op Israël lizze? Mar hy soe fanwegen komme, hy wie op it lêst kening! En hy soe it folk fan Israël twinge ta de striid. Hja doarsten net? Mar hja soene! Hy seach om him hinne; hy moast hwat dwaen, nou daliks. Syn each foel op 'e beide kij. En yn syn wylde grime foel er op 'e bisten oan en slachte se. Mei wylde slaggen houde er se yn stikken, net oars as hie er de fijân sels ûnder it mes. Doe rôp er de jonge mannen út Gibea op en stjûrde se alle kanten út, nei alle stammen fan Israël, elk mei in bluodrich stik fleis yn 'e hân. En sa moasten se sizze, yn elke stêd dêr't hja kamen: 'Alle man dy't net opkomt, achter Saul en Samuël, om to striden tsjin Nahas, de kening fan Ammon, dy syn kij sille yn stikken kappe wurde!'

It wie oft der in wûnder barde, dy dagen doe't de boaden fan Saul fan stêd ta stêd en fan doarp ta doarp teagen. De skrik des Heare foel op it bange folk en as ien man namen se de wapens en teagen se op nei Gibea. Gjin ien tocht mear oer de Filistinen, gjin ien siet der mear oer yn hoe't it gean soe as hja fuort wiene: de nije kening rôp en hja soene gean.

Ticht by de Jordaen, op 'e selde hichte as Jabes yn Gilead, munstere Saul it folk. De boaden fan Jabes trieken foarút en brochten it blide nijs yn 'e stêd. Hja wiene wol sa wiis dat hja neat skine lieten by Nahas; hy wie der neat to goed ta en brek it fordrach en fal de stêd oan ear't de sawn dagen om wiene. Mei in somber gesicht stiene se foar him. ‘It sil wol neat wurde’, seine se, ‘mei de help fan 'e oare stammen. Moarn sille wy de poarten iepensette en ta jimme útgean, dan kinne jim ús dwaen

neffens alles dat goed yn jimme eagen is'. En wylst hja it seine bounze har it hert fan blidens. Wacht mar, moarn dan soe kening Nahas gewaer wurde dat Israël in kening hie! En dat der in God wie, dy't wekke oer syn folk!

Kening Nahas lake breed. It kaem dus al út sa't er tocht hie: Jabes krige gjin help. Moarn soene se de mânlju fan 'e stêd byinoar driuwe op it plein en har allegearre it each útstekke. Feest soe it wêze foar syn soldaten; dy hiene der sin oan. Dit wie al oars as yn 'e dagen fan Jefta! En to-nei soe it lân fan Gilead in stik fan Ammon wêze...

Dy nachts doe't de Ammoniten rêstich leine to sliepen, foelen de mannen fan Saul oan. It wie mar in boere-leger, mei har wapens koe it gjin sprekken lije, mar hja wiene machtich en troch alles hinne forgrime. Yn ien wylde stoarmrin namen se it kamp fan 'e fijân en hja sparren neat. Dy't fan 'e Ammoniten it libben der ôfrêdden, flechten alle kanten út.

De oerdeis doe't de sinne gleon wie triek it leger fan Saul de stêd yn. Dit wie oars as Nahas tocht hie. Ta de joun út wie it feest en de mannen fan Jabes jubelen de nije kening ta. Dit soene se noait forjitte, dizze wûndere forlossing út sok in swiere need. It wie dochs mar goed dat hja in kening bigeard hiene en better koene se noait krije! Doe sei it folk tsjin Saul: 'Hwer binne dy mannen nou dy't doe to Mispa seine: Moat dy Saul kening oer ús wêze? Leverje se ús út en dan sille wy se deadzje'. Mar Saul woe der neat fan witte. Dit wie gjin dei om it bloed fan Israëliten to forjitten, nou't de Heare sok in greate forlossing jown hie.

Nou't it leger dochs ien kear byinoar wie, fierde Samuël har allegearre nei Gilgal en dêr waerd Saul foargoed ta kening kroane. Nou soe er net langer op it lân fan syn heit to Gibea wurkje, nou soe er oar en heger wurk dwaen. Tagelyk naem Samuël ôfskie. Lange jierren hie er syn rjochterswurk dien, mar nou naem de nije kening it fan him oer. Hy spriek noch ien kear it folk ta, lyk as yn earder tiden Mozes en Jozua dien hiene. Noch ien kear wiisde er it folk op syn plicht en sei er har oan dat hja de Heare tsjinje moasten. En om it har goed yn to skerpjen dat hja him tsjinje moasten, frege er de Heare om in teken. It wûnder kaem: swier waer en in swiere stjalprein, hoewol't it yn 'e tiid fan it weetrispjen wie en dan reint it noait yn Kanaän. It folk wie der forslein fan en op it lêst moast de âlde profeet har noch wer moed ynsprekke. Doe't de mannen fan Israël nei hûs teagen, bliid en tankber foar dizze greate forlossing, namen se har foar om nou fuortoan de Heare altyd to tsjinjen.

Offer to Gilgal

SA WIE IT KENINGSKIP FAN SAUL dan ynset mei in greate oerwinning en it folk wie wakker bliid mei har nije foarst. Mar it stie der dêrom noch net sa bêst foar en it soe noch bliken dwaen moatte oft Saul ek tsjin 'e Filistinen opwoechsen wie. Hwant dy sieten noch altyd yn 'e stêdden fan 'e flakte en de stammen fan Israël bitellen har noch altyd skatting; yn 'e stêd fan Saul lei noch in lytse troep Filistynske soldaten en bûten de poarte stie har oerwinningspylder, it teken fan har macht en gloarje. Der wiene minsken yn Israël dy't hopen dat de nije kenning nou fuortdaliks mar trochpakke soe; hja hiene Nahas forslein en woene nou ynienen mar op 'e Filistinen los. En Jonathan, de soan fan Saul, wie fan bitinken dat it nou oangean moast; de fijân wie wol sterk en gâns better biwapene, mar dêr stie foar oer dat Sauls leger gâns machtiger

wie en dat God har ommers helpe soe. It koe dochs net altyd sa bliuwe dat dy ûnbisnienen de baes spilen oer Gods folk?

Mar kening Saul tocht der oars oer. Hy fielde sels ek wol dat it in kear útfochten wurde moast mei dy âlde, wrede fijân, mar it like him ta dat it better wie om to wachtsjen. It wie de tiid fan 'e risping en alle man moast oan it sichtsjen; hja koene dochs de fruchten net forkomme litte op it lân? Dat nei de tocht nei Jabes yn Gilead en it keningsfeest to Gilgal, liet Saul it leger nei hûs gean; allinne trije tûzen man, jonge fikse keardels dy't hwat oandoar-

sten, hâldde er by him. Sels legere er him mei in ôfdieling to Michmas en Jonathan bleau mei in lytsere kloft to Gibea.

En sa gyngen de dagen en de wiken foarby. Oeral yn Israël skrepten de minsken op it lân en hellen it nôt yn 'e hûs en yn it kamp by Michmas wachte Saul op 'e dingen dy't komme soene. Elke dei wie er bang, dat de fijân oer de grinzen komme soe, mar der barde neat. It like wol oft de Filistinen ek net rjocht mear doarsten, nou't kening Saul de Ammoniten forslein hie. En doe op in kear, sûnder dat Saul der hwat fan wist, bigoun syn soan Jonathan. Unforhoeds foel er op 'e Filistinen oan dy't noch yn Gibea sieten en sloech se allegearre dea. Der ûnkaem net ien en de oerwinningspylder kappe er om en sloech er oan grús.

Fansels lieten de Filistinen it der net by sitte en daliks rôpen se har mannen op en trieken oer de grins fan Benjamin op Michmas oan. Saul koe it dêr net lang úthâlde mei syn lytse kloft en triek werom nei Gibea, dêr't ek Jonathan mei syn mannen lei. Hy bigriep dat it der nou om gean soe en dat er in great leger hawwe moast. Dat op 'e nij gyngen syn boaden der op út om de mannen fan Israël op to roppen ta de striid; oeral yn Benjamin liet er de bazún blaze: de iene stêd naem it fan 'e oare oer en sa gyng it troch it hiele lân. En wer bruiden de Israëliten it ark der hinne en trieken op om Saul to folgjen; to Gilgal soene se byinoar komme en dêr gyng Saul ek hinne.

Ûndertusken lei it leger fan 'e Filistinen to Michmas, mar doe't hja murken dat Saul yn alle stammen de mânlju oprôp ta de striid, trieken se fierder op. Trije sterke binden stjûrden se der op út: ien nei it westen om it paed nei har eigen lân iepen to hâlden, ien nei it Noarden om de Efraïmiten to kearen dy't op mars wiene nei Gilgal en dan noch in kloft nei de Jordaen, om op to passen dat ek dêr gjin help wei komme koe. En om de skrik der yn to bringen by de mannen fan Israël, stieken se de doarpen yn 'e brân en fornielden se alles; de fruchtbeammen kappen se om, it fé namen se mei en alles dat har yn 'e hannen kaem sloegen se dea.

It folk fan Benjamin joech fuortdaliks de moed forlern. Hja tochten net mear om har nije kening dy't hja destiids ynhuldige hiene; hja tochten net mear oan forset tsjin de wrede fijân; hja bitrouden net mear op God dy't al sa faek syn folk útholpen hie, mar yn hiele kloften trieken se de bosken yn en sochten biskûl yn 'e hoalen fan 'e bergen. En wylst hja mei wiif en bern, mei fé en have op mars gyngen, baernde de fijân de lege doarpen plat. Alle jounen wie de loft read fan 'e brân en deis hong de reek oer de lannen. It kaem sa fier, dat ek de soldaten fan Saul bang waerden en by jountiid, as it tsjuster wie, gyngen se it kamp út. Alle dagen waerd it leger lytser en op it lêst wiene fan 'e trije tûzen helten mar mear seis hûndert oer.

Kening Saul bigriep dat it sa net langer koe. Syn leger forroun en de Filistinen bisetten de wegen, dat de mannen fan Efraïm net by him komme koene. It soe net lang mear duorje, dan wie er alhiel bisingele en koe er gjin kant mear út. Mar hwer moast er oanfalle mei sa'n lytse macht? As Samuël der mar wie, om de Heare to bifreegjen en om it offer op to dragen! It wie goed ôfpraet dat Samuël komme soe en dat Saul net earder bigjinne soe, mar hoe moast er komme, nou't de fijân alle wegen ôfset hie? Miskien wie er har al yn hannen fallen, de âlde profeet, en koe er noait wer komme...

It baernde Saul yn. Hy moast bigjinne, ear't ek dy lêste seis hûndert har nocht hiene en him sitte lieten. En Samuël kaem mar noait! Mar hy koe ek net langer wachtsje; dan soe er sels de Heare offerje. Samuël hie it him forbean, mar as it net koe sa't it moast, dan moast it mar sa't it koe. Hy koe it ek net helpe dat Samuël weibleaul It kaem net yn him op, dat it ek sûnder offer koe; dat de Heare ek helpe woe sûnder dat earst it alter rikke. It like wol dat de kening fan Israël neat better wie as de keningen fan de heidenen, dy't ek miene dat de gunst fan 'e goaden oan offers hinget...

Hy hie noch mar krekt it offer brocht en stie noch by it alter doe't Samuël kaem. Bliid roun er op him ta om him to groetsjen, mar strang frege de profeet: ‘Hwat hawwe jo nou dien?’ Saul seach wol dat Samuël tige lilk wie. En hastich sei er: ‘Ik

'*...is de, Heare forgrime op jo en jins keninkryk sil net bistean*.'

wie bang dat de Filistinen komme soene, en jo kamen net op 'e stelde tiid, dat dêrom griep ik moed en haw it brânoffer offere.' Samuël seach him lyk oan. 'Jo hawwe dwaes dien,' sei er drôvich. 'Ik hie jo forbean om sels to offerjen, mar jo hawwe it gebod des Heare net hâlden. In kening yn Israël mei net syn eigen sin dwaen, mar hy moat him deljaen ûnder Gods hillige wet. En nou is de Heare forgrime op jo en jins keninkryk sil net bistean. Der komt in tiid dat Er in oarenien sette sil op 'e troan fan Israël, hwant jo hawwe net hâlden hwat de Heare hjitten hie'. En dermei gyng Samuël fuort. It wie him sa bitter ôffallen. Hwat hie er heech by dizze kening opsjoen, dy deis yn it kamp, doe't er it lot wurpen hie. Hwat hie er bliid west, doe't Saul sa moedich optriek om Jabes to ûntsetten. Hy hie fêst tocht dat dizze nije kening in man wie dy't de Heare tsjinne en yn syn wegen gyng. En nou wie er ynpleats in man dy't mear op it offer seach as op it gebot, in man dy't to lang wachte mei de oanfal en dy't to hastich wie mei it brânoffer. In kening dy't mei holle en skouders boppe alle minsken útstiek, mar dy't syn folk gjin foarbyld wêze koe. It spiet him sa. Hwant wylst er it kamp ûtroun, op nei Gibea, fielde er dat er dochs noch fan Saul hâldde. Noait soe er wer forjitte hoe bliid er doe west hie, dy moarns dat er him ta kening salve by de poarte fan Rama. En dat er him sa it oardiel oansizze moast! Mar it koe net oars; hwa't profeet is moat sizze hwat God him opleit en net hwat er sels it leafst wol. Mar noch joech er alle hope net forlern. Miskien soe Saul hjirfan leare en tonei better harkje nei in wurd fan God. En as dat sa kaem, dan soe de Heare barmhertich wêze en syn kwea forjaen en him dochs noch oannimme.

Doe't Samuel fuort wie, siet Saul yn syn tint, somber en forslein. Der hie sa'n haest west by dat offer, de oanfal koe net wachtsje, gjin dei en gjin ûre - en nou't er offere hie, nou die er neat. Hy wachte mar en forsmiet it iene plan nei it oare en wilens namen de Filistinen stêd nei stêd. It soe net lang mear duorje, dan wie er alhiel ynsletten.

De dei fan Jonathan

EN WER, YN DIZZE GREATE need, wie it Jonathan, de soan fan Saul, dy't mei in lytse kloft etriders de striid bigoun. Hy bigriep mar al to goed, de jonge prins, dat der foroaring komme moast, dat dy deadlike bisingeling tobrutsen wurde moast nou't it miskien noch koe. Hy wie oars as syn heit, hy koe net wachtsje en de dingen oer him komme litte, hy moast hwat dwaen en hy fielde dat er hwat koe. Net dat er heech by himsels opseach, sa wie er net, mar hy bitroude op God en hy leaude fêst, dat dy him helpe soe. Hy wist ek wol hoe't it moast en hwer't er oanfalle soe, mar mei Saul doarst er der net ienris oer to praten, dy foun it dochs net goed. Bang wie Saul net, mar hy hifke alle plannen sa lang, dat de gaedlike tiid foarby wie ear't er noch goed en wol út 'e rie wie. En dit plan wie ek sa dryst, dat gjin kening it goedfine koe; allinne in jonge keardel mei in moedich hert en mei byt bloed koe it bitinke, ien dy't syn eigen libben net telde en dy't alles oer hie foar syn folk.

De Filistinen hiene noch altyd har kamp to Michmas, mar der wiene net ienris folle soldaten mear, nou't de trije binden plonderen en baernden yn it lân fan Benjamin. Hja forwachten wol dat Saul de iene of oare dei yn 'e oanfal gean soe, hy moast in kear fanwegen komme as er net alhiel bisingele wurde woe, mar dan soe er wis

bisykje om har hinne to kommen, it Westen of it Easten troch; in oanfal op it kamp to Michmas wie folslein ûnmûglik. Tusken Sauls leger en har forsterke kamp lei in smelle, hege berchpas; it paed dêr hinne wie steil en der wie gjin romte om to fjochtsjen: der koene gjin twa man neistinoar rinnel Boppe yn 'e pas hiene se in wacht set: in lytse kloft, mar fan sterke, birette striders. Mear wiene ek net nedich: op dit smelle paed koene tweintich man in hiel leger keare.

It wie krekt op dat punt dat de jonge Jonathan de oanfal weagje woe; it is ommers altyd it bêste de fijân oan to taesten dêr't er jin net forwachtet. Hy socht in lytse kloft fan dryste keardels út, dêr't er op oan koe; syn wapendrager wie der ek by. Dy en hy soene foarop gean, hy-

sels foaroan. Hy wiisde omheech nei it smelle, steile paed tusken de twa skerpe klippen en sei: ‘Kom, lit ús omheech gean nei de wachtpost fan dy ûnbisnienen; faeks sil de Heare ús helpe, hwant it is him itselde oft Er forlosse sil troch in machtich leger of troch in lytse kloft’.

De wapendrager stie net yn bistân. ‘Ik gean as jo it sizze’, sei er rêstich, ‘en dêr't jo foargean, folgje ik’. Jonathan hie it net oars forwachte. ‘Wy gean to-gearre omheech’, sei er, ‘en de Filistinen sjogge ús fansels daliks kommen: komme se dan nei ûnderen, ús yn 'e mjitte, dan kin de oanfal net trochgean en jowe wy it oer; mar bliuwe se boppe en wachtsje se dêr op ús, dan sette wy troch en dan sil de Heare se yn ús hân jaen’.

Doe weagen se har achter de skuttende rotsen wei op it steile paed. De Filistinen seagen har daliks. Dus der wiene noch Hébréërs dy't har net forskûlen yn 'e bosken. Twa man! Mar der soene al sachts noch in mannich klear stean om har to folgjen. En dy twa soene dus to-gearre de pas ynnimme! It wie om to laitsjen. It hie gjin sin om dy twa Israëliten de reis nei ûnderen to meitsjen, dat steile, knoflige berchpaed del; it wie de muoite net wurdich. En spottend rôpen se: ‘Kom mar omheech en wy sille it jim wys meitsje!’

En dat wie krekt hwat Jonathan hope hie. Nou doarst er alles oan, nou't hja dêr boppe bleauwen. It wie him in teken fan Gods gunst; hwat Saul noait oandoarst hie, dat foun de Heare goed. ‘Kom’, gebea er, ‘de Heare hat har yn ús hannen jown’. En linich, op hannen en fuotten, kleauwen se omheech, it earste steile ein. Doe riisden se oerein en loeken it swurd. Jonathan gyng foarop en fuort achter him folge de wapendrager. De earste fijân foel en ear't er noch lei sprong Jonathan oer him hinne en houde er op 'e twadde los. Sa sloech er se, de iene nei de oare en achter him makke de wapendrager se fan kant; net ien krige de kâns om wer oerein to kommen en him fan efteren oan to fallen. Doe't der tweintich man fallen wiene, leauden de oaren it wol en flechten nei it kamp. Doe rôp Jonathan syn mannen en meiïnoar by de berch del, bistoarmen se de fijân. De Filistinen yn it kamp wisten net hwat hja der oan hiene. De pas fan Michmas wie nommen; it moast wol in sterk leger wêze dat ta soks yn steat wie. En achter dizze lytse groep dy't dêr de berch del kaem, soe aenstouns Saul syn hiele leger komme! Ynpleats dat hja Jonathan yn 'e mjitte gyngen, wifken se en wisten net hoe't it soe. Hja stiene oars har man wol, dizze Filistinen, mar dit kaem sa ûnforwachts, dit wie gjin earlike striid, dit wie dy god fan 'e Hébréërs.

En dêrmei kaem de Heare sels fan wegen: ynienen tilde de groun en skodden de bergen en yn in wylde panyk flechte de bisetting fan it kamp. Yn har flakke lân hiene se noait in ierdskodding meimakke en de eangst fleach har oan. En hurder rounen se om it faeije libben to rêdden. En wer skokte de groun en jitris achter har kamen Jonathan en syn grime maten.

Mar noch wie der gjin ein fan 'e rampen. Hja hiene ek ôfdielingen fan Israëliten by har, dy't hja oppakt hiene en twongen om mei har op to tsjen tsjin it eigen folk. Dy seagen nou ynienen har kâns en kearden har om en sloegen op 'e ûnbisnienen los. Doe wisten de Filistinen har alhiel gjin rie mear; de fijân wie midden tusken har en sloech har mei har eigen wapens. It waerd in wylde bitizing, in grime, forbiten striid yninoar om. Doe't it op it slimst wie kaem oer de bergen in nije fijân opsetten: mei lûd jûchhei foel it leger fan kening Saul oer de flechtsjende fijân hinne...

Saul hie al gau fan syn skyldwachten de boade krige dat der fochten waerd yn it kamp fan 'e fijân. Earst wist er net hoe't it koe. De Filistinen flechten en hy wist fan neat. Hwa wie nou wer bigoun sûnder him to freegjen? Ut'er haest liet er syn mannen gearroppe en telle: it die bliken dat Jonathan miste. Al wer Jonathan! In soan dy't syn heit net telde en der op yn sloech as it him paste. Moast er dan altyd de eare fan 'e oerwinning ha, dy soan fan him? En moast hy, de kening, dan altyd komme as de slach al woun wie? Soe er nou stil yn it kamp bliuwe mei syn seis hûndert man? Jonathan wie sels bigoun; dan moast er it nou fierder ek sels mar opknappe. Hy hie fortsjinne dat er him nou gewurde liet.

En doe skodde er de holle. Dit wie gjin tiid foar wrokjen en stumen. De fijân wie op 'e flecht, nou kaem it der op oan om him foargoed to slaen. It gyng op it lêst net

om syn eaie, it gyng om syn lân en syn folk. En tagelyk kaem de twivel wer by him boppe. Wie dit de greate oerwinning wol? Of soene se strak dochs wer werom komme, dy ûnbisnienen, en alles weromwinne dat hja nou forlern hiene? ‘Lit de preester komme’, gebea er, ‘nou daliks’. Mar doe't Ahia, de preester, alles klear hie om de Heare to freegjen, wist Saul it al. Foar him yn it fjild flechte de hiele macht fan 'e Filistinen. Hy forgeat alles: syn oergunst, syn twivel, de skande dat er al wer de lêste wie; nou kaem der mar ien ding mear op oan: hja moasten de fijân slaen, hja moasten wraek dwaen oer alles dat de Filistinen har oandien hiene. ‘Hâld mar op’, sei er tsjin 'e preester, ‘ik wit it al!’ Doe stiek er de keningsspear omheech en wiisde nei de fijân. Mei greate sprongen strûzen se omleech, de berch del, hy en syn seis hûndert man. De dea oan 'e ûnbisnienen! En mei in lûd jûchhei foelen se de fijân yn 'e flank.

Dy hiele lange, gleone dei fochten se en op 'e lette middei wiene se gâns in ein fan Gibea ôf. De striders waerden wurch en krigen har nocht. De dei wie ommers al lang goed, de fijân wie forslein en sels de trije binden flechten yn panyk; it waerd tiid dat hja de bút gearfandelen en ieten en dronken. Saul fornaem it wol, dat de moed der útrekke. As er nou net fanwegen kaem en har strang oanpakte, dan soe de fijân him noch ûntkomme. Hja moasten trochsette, it wie nou de tiid; ite dat koe yn 'e nacht wol. Der kaem har neat fan oer as hja ien dei foarby wiene. Hy liet de bazún blaze en alle man kaem by him. ‘It is noch gjin tiid om rêst to nimmen’, sei er, ‘wy moatte ús op it úterst ynspanne om de fijân alhiel to fordwaen. Ik forbied jim om to iten: dit is hjoed de oarloch des Heare en as wy allegearre fêstje, sil Er ús helpe en en ús fijannen yn ús hân jaen. Dat ik biswar jimme by syn hillige namme: forflokt is de man dy't spize yt foar de joun, dat ik my wreke mei oan dizze ûnbisnienen’.

En op 'e nij sette it folk de forfolging yn. Hja wiene wurch en wé fan 'e honger, mar gjin ien doarst in hap iten to nimmen; hja soene de flok oer har helje as hja dochs ieten nei sok in biswarring. Mar it foel har al swier om sa to fjochtsjen en hwat Saul hope hie barde net; it waerd wol in greate oerwinning, mar hja krigen alle fijannen lang net.

Jonathan wist neat fan dat bifel fan syn heit; hy hie de bazún net heard, sa fier wie er mei syn lytse kloft foar de oaren út en sa wyld sloech er yn 'e flechtsjende fijannen om. Net dat er oan rêst ta wie, mar hy hie al forlet fan iten. Hja wiene nou yn in bosk en syn each foel op 'e beammen om him hinne; der wiene gâns bijen hjir en it wie allegearre hunich. Under it rinnen wei stiek er de spear yn in hunichskiif; hy koe it sa fan 'e stôk strike en iet. Hy fielde dat it him tige goed die en dat er nou wer better rinne koe.

Mar krekt doe't er wer fierder soe kaem der ien fan Saul syn mannen oan. Hy sloech kjel de hannen omheech. ‘Pas op, prins Jonathan’, rôp er, ‘hwant jim heit hat it folk mei in swiere eed it iten forbean. Wy hawwe ek honger, mar gjin ien fan ús doar fan 'e hunich ite’.

Jonathan waerd der suver lilk om, doe't er it hearde. Hoe koe de kening soks nou dwaen? Sels wie er alhiel oplibbe fan dat bytsje hunich en it folk koe net mear fan honger en wurgens. As hja frij ite kinnen hiene, dan soene se noch gâns mear fijannen efterhelle ha. Mar sa wie syn heit: hy koe net út 'e rie komme as it tiid wie om ta to slaen en as er dan al fan wegen kaem, dan woe er wer yn ien kear alles. Doe't it joun wie en tsjuster stienen Saul en syn mannen alhiel by Ajalon. Út 'er haest rjochten se in soarte fan kamp yn en stieken de fjurren oan. Der wie fé genôch bút makke en as

wylden foelen se oan op 'e skiep en 'e kij en 'e keallen. By it ljocht fan in flakkerjende fakkel slachten se de bisten en diene it har net ienris oan tiid om se goed útbliede to litten, sa'n honger hiene se. Doe joech Saul bifel dat alle man mei syn bist by him komme soe en it slachtsje dêr't hy by stie en strang seach er der op ta dat alles neffens wet en regel tagyng. It wie by de wet fan Mozes strang forbean mei it fleis ek it bloed to iten.

Nei dat hastich miel en de koarte rêst rôp Saul it folk op 'e nij wer gear. It wie ljochmoanne en hy wie fan doel om de fijân jitris oan to fallen; yn 'e nacht soene se har wis net forwachtsje, dat faeks koene se noch in fikse slach slaen. It wurge folk

wie ek nou wer ré om 'e kening to folgjen, mar de preester sei: ‘It is gjin wenst om nei de slach ek noch de nachts to striden, lit ús leaver earst de Heare freegje’.

En dat barde doe. Saul boude in alter en de preester sloech de efod om en taestte nei de wûnderstiennen. Mar dizze kear wie der gjin antwurd. Hoe't Saul ek frege en hwat Ahia ek die, de Heare antwurde mei wurd noch teken. It wie dúdlik dat der in flok oer it leger lei en dat ien fan it folk him misgien hie.

Strang stie de kening dêr foar it rikjend alter. ‘Lit alle offisieren hjir komme’, gebea er, ‘en my sizze hwa't fan har mannen iten en de flok oer ús helle hat’. Hja stiene allegearre foar him, mar gjin ien sei in wurd. Dy't it al wist fan Jonathan hâldde him stil; gjin ien fan al dy soldaten woe de moedige prins forklappe. Bang seagen se nei har grime, sombere kening. ‘Sa wier as de Heare libbet, dy't syn folk forlost, ik wol witte hwa't it dien hat en al wie it myn eigen soan Jonathan, stjerre sil er’. Der wie net ien dy't in mûle iependie. Doe gyng Saul apart stean en rôp syn soan Jonathan. ‘Wy sille lotsje’, sei er. It wie dea-stil doe't it lot wurpen waerd. De preester bûgde him oer de stiennen. Syn lûd trille doe't er de útslach sei: ‘It folk is frij’. De kening sels of prins Jonathan wie skuldich. Bang seagen de soldaten nei de kening. Soe er nou ophâlde? Nou't er wist dat it om it libben fan syn âldste gyng? Doe hearden se him sizzen, hurd en suver wreed: ‘Werp it lot tusken my en myn soan Jonathan’.

It kaem sa't hja tocht hiene: it lot foel op 'e jonge prins. Mar nou soe de strange kening dochs genedich wêze en Jonathan sparje? Dat koe dochs gjin heit oer it hert krije en doch it eigen bloed de dea? Nou soe er sizze: ik haw to hastich west mei myn forflokking, lit de preester komme, dat er Jonathan lost mei in offerdier? Hja hâldden de siken yn.

‘Siz my hwatstû dien hast’, frege Saul.

Jonathan kaem der rjocht foar út. ‘It sil wol wêze’, sei er rêstich, ‘dat ik fan 'e stôk fan myn spear hwat hunich preaun haw. Ik wist net fan jins biswarring.’ Hy stie dêr, rjocht en greatsk foar syn heit. Syn lûd trille net; hy skriemde net en bea net om genede. ‘Sjoch hjir bin ik; ik sil stjerre’.

Saul seach him oan. It wie syn eigen flesk en bloed, mar gjin ien soe fan Israëls kening sizze, dat er syn soan net straffe doarst of dat er de flok des Heare net telde. Hy hie in eed dien - en in eed is gjin forwin op. En foar de tredde kear brûkte er Gods hillige namme ta in hastige eed. ‘Sa mei God my straffe en noch mear dêrta dwaen - ja, dû silst stjerre; stjerre silstû Jonathan’.

Hy seach om him hinne nei syn offisieren. Ien fan harren soe er gebiede om op syn soan oan to fallen.. En as hja net woene, hwant hy wist hoe heech hja Jonathan hiene, - by God, dan die er it sels. Mar ear't er noch in wurd sizze koe kaem it folk yn biweging. Forheftich kamen se foar har prins op. ‘Hwat’, seine se driigjend, ‘soe Jonathan stjerre, dy't hjoed sa'n greate forlossing yn Israël dien hat? Yn 'e fierste fierte net!’ En allegearre gyngen se om him hinne stean. De foarsten loeken it swurd. As de kening dan net wizer wie, as de eigen heit dan syn soan net sparre, dan soene hja foar him opkomme. Nou wie it har bar om in eed to dwaen. ‘Sa wier as de Heare libbet, der sil gjin hier fan syn holle oer de groun falle, hwant mei God hat er dit hjoed dien’.

Saul seach wol dat hja it mienden en om't er dochs net tsjin it hiele leger op koe, skikte er him. Ynpleats fan Jonathan brochten se in oar offer en sa loste it folk dy nachts har dappere prins. Nei dat plechtich offer kaem der neat mear fan in nije oanfal...

De Filistinen hiene in swiere slach hawn en yn lange jierren weagen se it net mear en kom oer de grinzen fan Israël.

Tocht nei Amalek

IT WIE YN DY JIERREN, DOE'T DE Filistinen Israël gjin lêst mear oandiene, dat de âlde profeet Samuël by Saul kaem mei in opdracht fan Godswegen. ‘Sa seit de Heare der heirskaren Ik wol bisiking dwaen oer alles dat Amalek jim oandién hat, earst al doe't Israël opteach út Egypte en ek yn letter jierren noch. Dat gean nou hinne en ban alles dat fan Ama-

lek is, en sparje net, mar deadzje man en frou, greate en lytse bern, kij en skiep, kamielen en ezels'.

Saul wie fuortdaliks ré om to dwaen hwat de Heare him oplei. Noch noait wie Israël forgetten hwat de Amalekiten har oandien hiene yn 'e tiid fan Mozes en hoe faek wiene har binden net yn it lân fan Juda fallen? Nou soe er wraek nimme oer dy wrede fijân en dat rôversfolk útroegje. Fuortdaliks rôp er de mannen fan Israël op en by greate kloften kamen se opsetten; it like wol as hiene se sin oan 'e striid en oan it aventûr. Nou soene se de rekken lyk meitsje mei dat folk út 'e woastine en mei syn wrede kening Agach. De wraek des Heare oer Amalek - dat hie Mozes destiids al yn in boek skreaun en nou soe it wêze! Gods sels hie it sa bisteld, dat dizze tocht koe net mislearje!

Troch Juda hinne triek it leger fan Saul de steppe yn en hoe tichter hja by Amalek kamen, hoe mear sin hja der oan krigen. Hwat hindere it dat de reis lang wie en de sinne gleon? Nöch in mannich swiere dagen en dan wiene se by de stêd fan 'e fijân en dan gyng dat haetlik folk der oan. Hja tochten der net oan, dat hja de wraek des Heare foltôgje moasten oan in sûndich folk - hja tochten allinne oan har eigen grime en oan 'e wylde striid, dy't hja winne soene. Jierren lang hie Israël de slaef west fan 'e folken: Filistinen en Kanaäniten en Midianiten en Ammoniten hiene oer har hearske, mar nou wie it al oars! Nou trieken se mei har kening fier oer de grinzen fan it eigen lân, nou sloegen se Amalek yn it hert fan 'e wyldernis. Nou wiene se gjin bange slaven mear, mar in folk dat wrake die oer syn fijannen en dat eare en bút bihelle. Bút fan skiep en fan kij! Dat de Amalekiten byinoar rôve hiene, ek yn Juda, dat soe nou fan har wêze. Hwant Saul hie har wol oplein om alles to deadzjen, omdat Amalek 'ban' wie, lyk as destiids Jericho, mar dat soe dochs wol hwat tafalle! De bêste skiep en kij namen se mei, dat wie oarlochsrjocht en dat soe Saul har dochs fêst wol gunne? Sa triek it folk fan Israël op nei it lân fan 'e fijân: gjin folk dat ré wie om to dwaen hwat de Heare har oplein hie, mar in folk dat slij wie nei bloed en bút, in folk dat net tocht om it gebot, mar allinne om him sels, om eigen eare en eigen skatten. It wie de plicht fan kening Saul om dit oerhearrich folk in foarbyld to wêzen, om har strang oan to pakken en ta to sjen dat alles gyng neffens it wurd fan Samuël. Hy hie har foarhâlde moatten, dat it net gyng om de eare fan Israël, net om in keppel skiep of om fette kij, mar om de eare en it rjocht fan Israëls God. Ynpleats dat er dat die, joech er it folk sels in forkeard foarbyld en sa waerd dizze tocht nei Amalek him ta sûnde en skuld.

Hwant doe't hja, sûnder folle muoite, de stêd fan 'e Amalekiten nommen hiene, banden se wol de gewoane minsken, lyts en great, heech en leech, mar de kening Agach sloegen se yn 'e boeijen en namen se mei nei hûs. Hwat in eare soe dat wêze as Saul yn syn hûs to Gibea in finzen kening hie, in kening, dy't him tsjinne as in needrige slaef. Samuël hie wol sein dat hja alles deadzje moasten, mar ien op sa folle, dat soe dochs net hinderje? En bûtendat koe er him ommers letter noch wol dea-dwaen? Sa sloech kening Saul it gebot des Heare gjin acht en die syn eigen sin. Wie it wûnder, doe't de kening it foarbyld joech, dat ek it folk oerhearrich wie en mar allinne it meagere fé en dat net doogde, bande en dat hja alle geve skiep en alle fette kij meinamen?

Sa triek it greate leger op nei hûs: in leger mei in finzen kening en mei in rike bút oan skiep en kij. Krekt sa, mei stellen skiep en fé, trieken yn earder tiden de Amalekiten it Suden yn. Der wie gjin ûnderskie tusken Amalek en Israël, tusken

Gods eigen folk en de rôvers út 'e steppe. En ynpleats dat Saul him skamme, rjochten se by de grins fan Juda, in pylder op ta eare fan 'e greate oerwinning. Of wie it faeks ta eare fan 'e kening sels?

En wilens wachte Samuël op 'e thúskomst fan it leger. Hy twivele der net oan dat Saul de oerwinning bifochten hie en dat er krekt dien hie sa't de Heare it bisteld hie. Hy hie it him sa goed oansein, ear't hja op mars giene; it koe net misse. En heal forwachte de âldman in godswurd, dat de Heare Saul it kwea forjown hie fan dat offer doe to Gilgal en dat er kening Saul bifêstigje soe op 'e troan fan Israël.

Op in lette joun, doe't Samuël op bêd lei, kaem it Godswurd, mar it wie al oars as er hope hie! ‘It muoit my’, spriek de Heare

‘dat Ik Saul kening makke haw, hwant hy hat him fan My ôfkeard en net dien hwat Ik him oplein hie’.

Dy hiele lange nacht krige Samuël gjin wink yn 'e eagen. Nou wist er earst hoefolle 't er noch fan Saul hâldde en hoe't er noch hope hie. Lang pleite er foar de oerhearrige kening, mar God kaem net wer: der wie gjin stim en gjin antwurd. Doe bigriep er dat de Heare Saul foar altyd forwurpen hie en dat hy, Samuël, him it fonnis oansizze moast. Mei in swier moed kaem er der ôf, de moarns bitiid al en riste er him ta de reis. O God, hwat wie dit swier! Hoe lang wie dit nou lyn dat er der ek in kear tige bitiid ôfgien wie, om dizze selde Saul to salvjen ta kening oer syn folk? En nou moast er him oansizze dat God him forwurpen hie en dat Er it keningskip fan him nimme soe. Saul, de soan fan Kis... Hy hie in great kening wurde kinnen, as er him hâlden hie oan Gods gebot. En nou wie alles forlern!

En al fierder triek de âldman it Suden yn. Doe hearde er dat Saul mei syn mannen al foarby wie, op mars nei Gilgal en dat er to Karmel, yn it Suden fan Juda, in oerwinningspylder set hie. Samuël koe wol skrieme. In oerwinningspylder! Dat ûntbriek der noch oan! It wurd fan God sloech er yn 'e wyn en ynpleats dat er him skamme, sette er himsels in eare-teken op. En bitter gyng er werom, op nei Gilgal om der mei Saul oer to praten.

It waerd de swierste reis fan syn libben. Bûten it kamp hearde er al bletterjen fan skiep en it âljen fan in mannichte kij. Dus dat wie it: hja hiene it fé net band, lyk as har oplein wie, mar it foar har sels hâlden! Hoe wie it mûglik? Hy hie it noch sa goed sein! It wie de sûnde fan Achan: fan des Heare banoffer hiene se stellen. Mar Achan hie allinne sûndige en hjir stie in hiel folk by God yn 'e skuld. En dit folk hie in kening, dy't it better witte koe en dy't nou de straf drage moast. In greate grime kaem oer him en hurder roun er op it kamp ta. Alles foel by him wei: dy lange bittere nacht, syn leafde foar Saul, syn leed om in forwurpen kening, alles: hy wie nou mar allinne mear de strange profeet dy't opkomt foar de eare fan syn God.

En dêr kaem Saul al oan, bliid en greatsk en út 'e fierte rôp er al: ‘Seinge meije jo wêze; ik haw dien hwat de Herae my bisteld hie’. Samuël seach him oan. Hie er nou nearne gjin euvelmoed yn, dy kening, of wie er bang en bearde er allinne mar dat er bliid wie? Doe sei er: ‘Hwat is dat dan foar gebletter fan skiep yn myn earen en gebalt fan kij dat ik hear?’

Saul waerd bleek by dy fraech, mar hy hâldde him great. ‘O’, sei er luftich, ‘dy hawwe wy meinommen út Amalek, hwant it folk hat de bêste kij en de fetste skiep sparre om se de Heare to offerjen; mar al it oare ha wy band’. Hy woe noch mear sizze, noch mear goedprate, mar Samuël foel him yn 'e reden. ‘Hâld op’, sei er bitter, ‘meitsje it net to moai! Harkje, hwat de Heare fannacht tsjin my sein hat. Moasten jo net lyts wêze yn eigen eagen, jo dy't in boer wiene yn Gibea en de Heare hat jo set ta in haed fan alle stammen fan Israël? En nou hat de Heare tsjin jo sein: Gean hinne en ban de sûnders, de Amalekiten, mar ynpleats binne jo op 'e fette bút oanflein en hawwe dien dat kwea wie yn syn eagen’.

En jitris naem Saul it wurd om him sels skjin to praten. ‘Mar it haw ommers nei des Heare wurden harke en ik bin op mars gien nei Amalek en ik haw allinne Agach meinommen, mar alle oaren haw ik band. En dat fé, dat is myn skuld net, dat hat it folk meinommen om it de Heare to Gilgal to offerjen’.

Mar Samuël antwurde: ‘It is de Heare net to dwaen om brânoffers en slachtoffers, mar om in hert dat nei syn wurden harket. Sjoch, hearrichheit is better as tûzen offers en achtslaen op syn gebot is better as it fet fan rammen. Om't jo des Heare wurd forwurpen hawwe, dêrom hat Hy jo forwurpen, dat jo gjin kening mear wêze sille’.

En doe bûgde Saul de greatske holle. It wie oft dy âlde profeet, in man dy't amper oan syn skouders ta-kaem, heech boppe him útriisde en greater wie as hysels. En stammerjend sei er: ‘It is sa, ik haw sûndige, hwant ik wie bang foar it folk en haw nei har stimme harke, mear as nei it wurd fan God. Mar forjow my nou de sûnde en gean mei my nei it kamp, dat ik de Heare oanbidde mei’.

Mar Samuël skodholle. ‘Ik gean net mei jo. En it helpt neat mear dat jo de Heare oanroppe: jo hawwe syn wurd forwurpen

dêrom hat de Heare jo forwurpen'. En mei kearde er him om, om fuort to gean. Saul seach it en sprong op him ta. Samuël mocht net fuort, hy moast meikomme om it oerwinningsfeest to fieren, oars soe al it folk witte dat hy forwurpen wie. Hy pakte de profeet by de mantel en loek út alle macht. Doe stuite er to-bek: de mantel skuorde en dêr stie er mei de slippe yn 'e fûst. En wer seach Samuël him oan. 'Dit is in teken', sei er, 'sa't jo myn mantel skuorden, sa hat de Heare hjoed it keninkryk fan jo ôfskuord, en it jins neiste jown, dy't better is as jo. En dat kin noait wer oars, hwant de God fan Israël leagenet net en Hy kriget gjin birou; hwant Hy is gjin minske dat Er birou krije soe'.

Saul stie dêr, forslein en démoedich, as in bern foar in strange heit. Al syn greatskens wie oer, al syn blidens oer de greate oerwinning. God hie him forwurpen, mar Samuël, dy mocht him net forlitte. 'Ik haw sûndige', sei er, 'mar earje my dan foar it folk en gean mei werom, dat ik de Heare oanbidde mei'.

En doe bigreate it Samuël ek wer en gyng er dochs mei nei it kamp. In tankoffer droech er op foar de oerwinning en in soenoffer foar de sûnden fan it folk en de kening en dêrnei oanbea Saul de Heare. Noch like er in machtich kening, sa't er dêr stie by it alter, mei holle en skouders boppe it jubeljend folk, mar Samuëls hert wie swier fan leed, doe't er him stean seach. In kening, mar in forwurpene; de helt fan it folk, mar mei skuld biladen foar de Heare syn God.

Nei it offerfeest gebea Samuël dat Agach komme moast. Hy moast stjerre, dy wrede kening, hwant hy lei ûnder Gods banflok. Mei it skerpe swurd yn 'e fûst wachte Samuël op him. Hy bigriep daliks hwat him to wachtsjen stie. 'Wol bitter is de dea', sei er somber. Dat wie sa, mar hy hie it earder bitinke moatten, dy wrede rôver. Safolle bern yn Israël hie er formoarde foar de eagen fan 'e mem; nou wie it syn dei. Noch ien kear brocht de forgrime profeet it him yn it sin: 'Sa't dyn swurd de froulju fan Juda de bern ûntnaem, sa sil it swurd dyn mem har soan ûntnimme'. Doe foel er op him oan en deade him.

Nei dizze tocht nei Amalek hawwe Saul en Samuël elkoar net wer sjoen. De profeet woe net mear mei Saul prate, nou't God him forwurpen hie en hy doarst it ek net. De kening wie forgrime op him en wrokke oer it oardiel dat Samuël him oansein hie. Nei dy drôve dei to Gilgal hat er net folle rêst mear hawn. De Filistinen kamen letter wer opsetten en ek mei oare folken hat er noch gâns stride moatten. Hwant bang wie er net en mear as ienris hat er syn folk forlost út 'e macht fan 'e fijân, dat de mannen fan Israël seagen noch altyd heech by him op. Mar sels waerd er hwat langer hwat somberder; hy koe net forjitte hwat Samuël tsjin him sein hie, dy deis to Gilgal, dat God in oare kening útsjoen hie. En dat koe er net fordrage, dat in frjemde hearskje soe oer de stammen fan Israël, dat syn soan Jonathan him net opfolgje soe. It makke him bitter en hy wie to greatsk om mei syn skuld ta God to gean en syn kwea to biliden. Al fierder dwaelde er fan God ôf en gyng er syn eigen wegen.

Op in kear foel er de Gibeoniten oan en deade de rykste mannen út 'e stêd en fordeelde har lân en har fé ûnder de Benjaminiten. Dat Jozua harren destiids it libben ta-sward hie, mei in eed yn 'e namme des Heare, dat telde er net. Hy miende dat er der goed oan die: dy frjemde heidenen, midden yn it stamgebiet fan Benjamin, koene gefaerlik wurde, as de fijân wer oer de grinzen kaem. Mar it folk fan Israël bigriep it better as har kening en hja seine: 'As dit mar goed komt! Saul hat in swiere

bloed-skuld brocht oer it lân en de eed fan Jozua hat er brutsen’. Lange, lange jierren letter, doe't Saul al lang wei wie, is dizze sûnde straft oan syn bernsbern...

De soan fan Isaï

NEI ALLES DAT DER TUSKEN har foarfallen wie yn it kamp by Gilgal, koe Samuël de kening noch net forjitte. Hy tocht noch faek oan him, en djip yn syn hert hâldde er noch fan him, ek al woe er it foar de minsken net wêze. Allinne de Heare, foar hwaem't it hert fan 'e minsken is as in iepen boek, wist fan

syn fortriet. En op in kear kaem Er ta Samuël en spriek him oan. ‘Hoe lang sil it dy noch leed dwaen om Saul, dy't Ik forwurpen haw, dat er gjin kening oer Israël wêze sil? Doch dyn hoarn fol oalje en gean hinne; Ik stjûr dy nei Isaï, dy't to Bethlehem wennet, en salvje ien fan syn soannen ta kening oer de tolve stammen’.

De âlde profeet krige de triennen yn 'e eagen. In nije kening moast er salvje en altyd hie er noch hope hawn, dat de Heare Saul it kwea forjaen soe en him yn genede oannimme. It wie in slach foar him, dit Godswurd. Sels hie er Saul salve en altyd hie er fan him hâlden en nou moast er him ûntrou wurde en de hillige salve jitte oer in frjemde holle. En dat de Heare him nou krekt rôp ta dat drôvich wurk!

Hy hie noch noait tsjin-aksele, de âlde Samuël, as de Heare him hwat oplei, mar nou waerd it him dochs to machtich. It koe ommers net: de kening soe forgrime wêze as it út kaem en hy soe it op him forhelje. ‘Och Heare’, sei er, ‘hoe soe ik hinnegean? As Saul it heart, sil er my grif deadzje’.

Mar de Heare antwurde: ‘Nim in koukeal mei en gean dan nei Bethlehem en siz tsjin 'e âldsten fan 'e stêd datstû kommen bist om to offerjen. Noegje dan ek Isaï op it offerfeest en gean nei it offer mei him nei hûs en salvje fan syn soannen de iene dy't Ik dy wize sil. Dan hoecht net ien yn 'e stêd to witten hwat dyn boadskip wie, bûten Isaï en syn soannen’.

Samuël bigriep dat er nou net mear tsjinprate mocht en de oare moarns bitiid gyng er op reis nei Bethlehem. It waerd in swiere reis foar de âldman en it woe him noch net oan dat der nou mei'er tiid in oare kening sitte soe op 'e troan fan Israël. Hy gyng om ien fan Isaï's soannen to salvjen, mar hiel de lange wei wie syn hert by Saul. Yn Bethlehem seagen se him al oankommen mei it offerkeal oan it tou en út'er haest gyngen de âldsten him yn 'e mjitte. It wie de tiid net foar in iepenbier offer en hja tochten net oars as dat er kaem om it oardiel oan to sizzen. Dat it wie in pak fan har hert doe't de profeet har frede winske en sei dat hja alles ré meitsje moasten foar it offermiel. Ek Isaï mei syn greate soannen gyng mei oan 'e tafel en nei it offer gyng Samuël mei him nei hûs. Ûnderweis fortelde er him syn boadskip.

Isaï wist net sa gau oft er bliid wêze moast of net. It wie wis in hege eare dat ien fan syn eigen jonges kening wurde soe, mar der koe ek folle noed en striid út fuort komme. Saul wie noch altyd kening en hwat soe dy dwaen as er hjir fan hearde? Mar hoe't ik ek kaem, as God it woe, dan moast er him skikke. Hy wie al binijd hwa't it wurde soe fan syn acht soannen. It wie hast wol wis fan de âldste, Eliab. Yn elk gefal hoegden se de jongste net thús to heljen; dy koe wol yn it fjild by de keppel bliuwe.

Sadré't hja thús wiene liet er de sawn âldste soannen komme en fortelde har hwat Samuël woe. Ien foar ien moasten se by de profeet lâns rinne en dan soe God him oanwize hwa't er salvje moast. Eliab gyng it earst en Samuëls eagen ljochten op doe't er him kommen seach. In greate, sterke keardel wie it, like lang as Saul. It lei him fêst by, dat dit de nije kening wurde moast en sûnder erch taestte er al nei de oaljehoarn. Mar tagelyk fielde er dat er in Godswurd krige: der wie gjin stim en gjin lûd, mar God spriek dúdlik yn syn hert. ‘Sjoch syn stal net oan noch syn heech postuer, hwant ik haw him forwurpen. Hwant it is net lyk as de minske sjocht; hwant de minske sjocht oan hwat foar eagen is, mar de Heare sjocht it hert oan’. Hy seach Isaï oan en skodholle en de twadde soan roun foar him lâns. It wie likegoed in fikse, feardige keardel, mar ek dy hie de Heare net útkaerd. Isaï wonk de trêdde soan, mar ek dy wie it net. Doe kaem de fjirde, de fyfte, de sechste en elke kear sei Samuël: ‘Dy hat de Heare ek net útkard.’ Dus dan moast it de sawnde, de lêste wêze. De

wegen des Heare binne wûnderlik! ‘Kom’, rôp Isaï, mar doe't de lêste foarby gien wie, skodholle de profeet wer. ‘Ek dy is it net’, sei er.

En dêr stiene se, de heit mei syn sawn greate soannen en seagen fan 'e iene op 'e oare. Sawn fikse soannen, mar net ien dy't goedernôch wie, sa't it like. Isaï seach Samuël oan. Hy sei neat, mar syn eagen fregen: ‘Hwat wolle jo dan mei ús? Hwerom dogge jo ús dit oan? Ien fan myn soannen soe kening wurde en alle sawn haw ik jo foarsteld en nou is der net ien by. Wy hawwe der net om frege...!’

Doe sei Samuël tsjin Isaï: ‘Binne dit alle jongfeinten?’ Isaï seach der suver frjemd

fan op. ‘Ik haw noch in soan, de jongste, mar dy is yn it fjild, by de skiep’. En ûngeduldich sei Samuël: ‘Lit him daliks helje’. Nou twivele er net mear: dy lêste moast it wêze. Ien fan Isaï's soannen, hie de Heare sein en God forsint him net. Hy wie al binijd nei dizze lêste, de kening dy't de Heare útsjoen hie, de man nei Gods hert!

En doe kaem er der oanrinnen, de jongste soan fan Isaï en de âlde profeet seach him oan, lang en hifkjend. Dus dit wie er nou, de jonge David. Hy wie like lang as Eliab, slank en linich en men seach him oan dat er tige sterk wie. Prachtige, donkere eagen hie er en in fris en iepen antlit. Hy wie hiel gewoan yn 'e klean en hie in stêf yn 'e hân sa't de hoeders dy brûke, mar oer it skouder hie er in harp. Samuël koe de eagen net fan him ôfhâlde. As Saul der net west hie, Saul dy't er syn libben lang net forjitte koe, dan soe er sa'n kening ha wolle as dizze jonge hoeder. En dêrmei spriek de Heare: ‘Gean oerein, salvje him, hwant hy is it’.

Samuël riisde oerein en geat de hoarn mei oalje leech oer David's lokken. De nije kening! Hy leaude fêst dat dizze jonge man ienris in goed en moedich foarst wêze soe. Doe't er werom gyng nei Rama, wie er moediger as op 'e hinnereis.

De oare deis gyng David wer gewoan mei de keppel it lân út. Gjin ien fornaem hwat oan him, mar hy fielde dat de geast des Heare oer him kommen wie en dat er ta greate dingen by steat wie. Hy koe wachtsje, mar as it Gods tiid wie, dan wie er der klear foar.

Syn tiid kaem al hiel gau; mar it kaem oars as er tocht hie...

Goliath fan Gath

It waerd op 'e nij wer oarloch. De Filistinen, dy't yn lange jierren gjin greate oanfal weage hiene, trieken op 'e nij oer de grins fan Juda. Op in heuvelrêch by Socho, sa'n fiif en tweintich kilometer west fan Bethlehem, sloegen se har kamp op en makken se har ré om fierder op to tsjen. As hja ien kear Bethlehem hiene, lei de wei nei it Noarden iepen en koene se it lân fan Benjamin ynfalle. Mar dizze kear wie kening Saul op syn iepenst: ear't de fijân tiid hie om syn plannen út to fieren, bisette er de heuvels lyk foar de Filistinen oer. Tusken de beide legers wie in delling mei in pear beekjes, dat hwa't fan beide oanfalle woe, moast earst út syn sterke heuvelstelling komme, dan troch de brede delling en dan oan 'e oare kant wer omheech, by de heuvels op. En dat fjochtet net maklik, dat gjin ien woe graech de earste wêze. Der gyngen dan ek dagen foarby sûnder dat it ta in fjildslach kaem. Elke moarn, mei gâns gerop en gekletter fan wapens, stelden de beide legers de slachoarder, net oars as hiene se sin oan 'e striid, mar noait kaem der hwat fan; as de sinne heger waerd joegen se har wer nei de tinten en wachten op in nije dei. Doe't de Filistinen fornamen dat Saul net oanfalle woe en dat hja him net út 'e tint lokje koene, bisochten se it op in oare menear. Hja hiene yn har leger in kampfjochter, in man fan by de trije meter, breed en oer alle mjitten sterk en fan jong ôf wend om yn it harnas to gean en to fjochtsjen. Mar net allinne fjochtsje koe dizze Goliath út Gath, hy koe him ek mei de mûle rêdde en as it wêze moast flokte en winske er sa, dat sels de bangste fijân út syn hoale kaem en de ûngelikense striid bigoun.

Dat op in iere moarn, doe't it leger fan Saul wer yn slachoarder stie, seagen se út it kamp fan 'e fijân in man to foare kommen; hy roun dryst by de heuvel del en bleau yn 'e delling stean, likernôch yn 'e midden tusken de beide legers. De sinne blonk op

syn koperen harnas, op syn hege helm, op syn skynplaten fan koper en de mannen fan Israël bisauden har, doe't hja him seagen. By dizze reus fan in Filistyn wie sels har mânske kening lyts en de moedichste trille doe't er syn wapens omheech stiek. In machtige spear swaeide er, mei in izeren punt; in breed swurd hie er op side en tusken syn skouders hong in swiere knots. En sa stie er dêr, heech en daegjend dat elk yn it kamp fan Saul him goed opnimme koe.

En doe ynienen skuorde er syn mûle iepen en bigoun to roppen, sa lûd dat it klonk oer de hiele delling. Hwat joech it, dat hja elke moarn mar wer op 'e nij de slachoarder stelden, as hja dochs net oanfalle doarsten? Hy wist better rie, hy, Goliath

fan Gath. Hy wie in Filistyn en hja wiene slaven fan kening Saul; nou dan, as hja nou ris in man út har leger keazen en as dy dan ris tsjin him focht? Dizze nuvere oarloch kaem dochs noait gjin ein fan: it wie better dat hja it to-gearre útfochten, in man fan Saul en ien fan 'e Filistinen. As hy it woun, Goliath, dan soene se rekkenje, dat syn folk it woun hie en moast Israël de Filistinen tsjinje; mar as dy man fan Saul de oerwinning bihelle, dan soene alle Filistinen foar ivich har slaven wêze... De mannen fan Saul stiene dêr op 'e heuvel, bang en forslein en seagen fan 'e iene op 'e oare. By al dy tûzenen wie der net ien, dy't sei: Ik sil hinnegean en dy greatske Filistyn forslaen, sels Saul net, dy't kening wie en syn folk in foarbyld jaen moast. En ek Jonathan, dy't oars altyd foaroan wie en dy't alles oandoarst, kaem net fan syn plak. En hwa soe it har kwea ôfnimme? Gjin minske koe it oait winne fan sok in reus, fan sokke wapens. Dy't de heuvel delgyng en dy kampfochter yn 'e mjitte, dy wie yn it foar al forlern.

Hy stie dêr gâns in skoft, de Filistyn, as woe er har de tiid jaen om de bêste fan har mannen to sykjen. Doe't der gjin antwurd kaem en gjin fjochter, bigoun er wer to roppen, lûder noch en driigjender. ‘Ik daegje de slachoarder fan Israël út, it leger fan Israëls God. Jow my in man, nou opslach, dat wy to-gearre fjochtsje meije’. Der wie gjin antwurd. En jitris rôp er en jitris. Doe frege er net mear en briek er yn in stream fan forflokkingen út: hy forflokte Saul en syn folk en syn god en priizge Dagon, dy't machtiger wie as de Heare. Wie dit dy god dy't sokke greate dieden dien hie? Wie dit deselde god dy't Simson syn krêft joech en dy't de arke opbrocht út it Filistynske lân? Hwer bleau er dan nou? Of wie dy god dochs sa sterk net as dy âlde forhalen seine? Hy, Goliath, wie to-minsten net bang foar him. En dêrmei braekte er sokke flokwurden út, dat de mannen fan Saul der kàld fan waerden. Hja wachten oant er útraesd wie en de heuvel oproun. Achter him droech de wapendrager it koperen skyld. Doe't er wei waerd tusken de donkere tinten, gyngen se ek har wegen, biskamme, as soldaten dy't flechte binne út 'e slach. Hja seine neat; dizze skande wiene gjin wurden foar.

De jouns stie er wer tusken de kampen, Elk wurd dat er sei wie in hún foar de Heare en syn hillige namme. Der wie wer net ien dy't it tsjin him opnimme doarst. Sûnt dy deis kaem er elke moarn en elke joun. Doe gyngen de tromslaggers troch it kamp en rôpen om dat hwa't de Filistyn forsloech mei de kening syn âldste dochter trouwe mocht. Mar ek dat holp net en it folk waerd ûntofreden en ûnder inoar seine se: ‘Lit de kening sels gean; hy is greater en sterker as wy en hy hat in harnas en izeren wapens’. Mar de kening gyng net, en twaris deis stie dy koperen reus dêr to flokken en to swarren.

Sa duorre it fjirtich dagen.

Al dy dagen en wiken dat it leger fan Saul yn stelling lei to Socho, die de jonge David gewoan syn wurk en hoede syn heite keppel. Hy moast ien kear kening wurde oer hiele Israël, mar dat koe noch wol jierren duorje en sa lang moast er hwat dwaen foar de kost. Der wie net ienris oer praet, dy moarns nei't Samuël west hie: hy hie de hoedersstêf wer opnommen en foar de skiep en de geiten út, swalke er oer de heuvels om Bethlehem. Sûnt syn jongesjierren hie er it altyd dien en hy mocht der ek wol oer. By tiden wie it drok en moast er ûren rinne om in beekdelling to finen mei hwat meager gêrs, mar oare tiden hie er de tiid oan himsels en siet er skoften to dreamen,

midden tusken de weidzjende bisten. Dan koe er de tiid forjitte en taestte er nei de harp, dy't er meastal meinaem it fjild yn. Soms spile er de fleurige wyskes dy't er fan oaren heard hie, mar faek-en-folle makke er de wurden sels; hy hoegde der net oer to tinken, it kaem fansels en sûnder erch foun er de wizen, dy't der by hearden. Gjin ien koe him hearre, allinne de skiep dy't leine to hymjen yn 'e gleone sinne, mar dy fortelden it net fierder, dat hy koe mar sjonge hwat it hert him opjoech: syn freugde en syn leafde foar God. Hwant hy wie in fromme jonge, dizze jongste fan Isaï's soannen en hy tsjinne de Heare trou en mei ynmoed. Sok ding koe er net oer prate, net mei de greate broers en net ienris mei syn heit; dat wie to djip foar wurden, dat koe er allinne mar sjonge as der nimmen by wie.

Oare tiden wer, binammen nei't er salve wie en wist dat er ienris kening wurde soe,

song er wylde lieten fan striid en aventûr; dan seach er himsels al gean foar it leger út, in kening yn blinkend harnas, it flikkerjend swurd yn 'e jonge fûst. Dan hie er ynienen gjin nocht mear oan dit wurk-by-de-keppel, dan woe er fuort, de wrâld yn en greate dingen dwaen en dan rûze syn harp ûnwennich en wyld. Hwan hy mocht dan in dichter wêze en in dreamer, dizze jonge skeper, hy wie ek in man fan 'e died, ien dy't wist hwat er woe en foar nimmen noch neat binaud. Sa wie it in kear bard dat in bear út 'e rotshoalen nei Bethlehem fordwaelde en in skiep fan 'e keppel mei sleepte. Hy hie him net biret en wie fuort op it ûndier tasprongen en hie him krekt sa lang slein dat it dea oan syn fuotten lei. In oare kear hie in liuw in laem yn 'e bek en soe der mei fuort. mar hy hie him it bist ûntskuord en doe't de liuw op him ta kaem griep er him by it burd en deade him. Sa hie er beide forslein, de liuw en de bear, mar hy praette der net faek oer; soks hoegde men net greatsk op to wêzen: God hie him forlost út 'e macht fan 'e liuw en út 'e klauwen fan 'e bear. En sa soe God him altyd helpe, letter ek as er kening wie. Dan soe er ek net bang wêze, fêst net. Dy't op God bitrout hoecht net bang to wêzen!

Doe, op in dei, wiene de boaden fan Saul troch Bethlehem gien en hiene alle man oproppen ta de striid tsjin de Filistinen. Syn trije âldste broers hiene ek it swurd omgaspe en wiene op mars gien mei de oaren. Hy hie graech mei wollen, mar hy hie der net ienris om frege. Hwat joech it, as men dochs yn it foar wol wist dat it net mocht? Hy hearde it syn heit al sizzen: ‘Dû bist to jong en ik kin dy net misse by de keppel’. Hy wie ommers altyd to jong! Doe dy deis doe't Samuël kaem, doe hiene se him ek mar net helle: David koe it fansels net wêze, dy wie de jongste! Mar doe hie Samuël dan dochs nei him frege en him ta kening salve!

Kening, tocht er bitter, in moaije kening, dy't op 'e skiep past as de bazún ta de oarloch blaest. Eliab en Samma en Abinadab, dy mochten mei, mar hy net. It koe sa wol ta, miende Isaï: trije greate soannen hie er gean litten ta de striid, mear koe gjin kening fan him fergje. It soe sa wol wêze, mar hy hie dochs sa bittere graech de fjirde wêze wollen. Dat hy nou fan acht jonges ek krekt de jongste wêze moast!

Al dy wiken dat de legers to Socho leine, hie er oars suver gjin gedachten hawn as oarloch en striid. Hoe soe it komme? Hwannear soe de greate slach bigjinne? It koe sa net altyd bliuwe en dei oan dei seach er út oer de heuvels oft der noch gjin boade kaem mei nijs fan it slachfjild. It soe goed nijs wêze, dêr twivele er net oan; de Heare soe dy ûnbisnienen fêst de oerwinning net jaen! Hy bigriep allinne mar net hwerom't it sa skriklik lang duorje moast. Hwer wachte Saul dochs op? As men nou ien kear wit dat it rjocht oan jins kant is, dat de Heare mei jin is, hwat sin hat it dan to wachtsjen? Der gyngen forhalen troch de doarpen en stêdden fan Juda dat der in kampfjochter wie by de Filistinen, in reus yn in koperen harnas, en dat Saul dêrom net ta-slaen doarst. Hy koe it net leauwe. Ien sa'n ûnbisniene Filistyn soe dochs gjin leger keare kinne?

En doe op in iere moarn, doe't er wer klear stie om mei de keppel fuort, liet syn heit him roppe en sei ‘Ik hie tocht, datstû hjoed ynpleats nei Socho gyngst, hwant de jonges dogge de boade net en ik wol witte hoe't it mei har giet. Dat sealje de ezel en nim brea foar har mei en in mannich tsizen foar har oerste en freegje hoe't it is en bring my dan sa gau mûglik birjocht werom’. David wist net hwat er hearde. Dit wie mear as er hoopje doarst. Nou gyng er dochs nei it leger, nou soe er Saul en syn

mannen mei eigen eagen sjen, en as it trof en de striid bigoun as hy der by wie, dan hâldde er syn hannen net thús. Mar dat hoegde heit fansels net to witten!

Hy koe wol sjonge, doe't er it brea op 'e ezel laedde.

Mar doe't er, nei de lange reis yn it kamp oankaem en syn trije bruorren foun hie, stie de holle him net mear nei sjongen. Wer stie it leger fan Saul yn slachoarder op 'e heuvels en wer stie dêr yn 'e delling dy Filistyn to flokken. Dus it wie dochs wier! En hwat in reus fan in keardel wie it en hwat flamme de sinne op it koper fan syn helm. Né, nou koe er him dochs wol bigripe dat de mannen fan Israël net graech mei sok in munster fjochtsje woene. Mar sa folle dagen en dan al mar wachtsje, dat koe dochs net.

In skoft stie er stil en harke nei de wurden fan 'e Filistyn. Noch noait hie er in minske sa flokken en swarren heard. Elk wurd dat dy keardel sei wie in hún foar Israëls God. Hy seach om him hinne. Koe dit nou sa mar? Wie der nou net ien fan al dy jonge keardels, dy't it oanfleach en dy't nei de wapens taestte en dy Filistyn to liif gyng? It wie in reus, en it soe net tafalle om sa'n ien to forslaen, mar dit koe gjin wegen út. It gyng him kâld by de rêch del, sa lastere dy heiden.

Hy draeide him om en joech him tusken it folk. ‘Kin dat nou sa mar?’ frege er, ‘dogge jim dêr neat oan? Hat er dat al faker dien, sa flokke en drigemintsje?’ Hja seagen him op en del oan. Hwat woe dy jonge snuiter, mei syn nuvere fragen? ‘Fjirtich dagen hat er dêr stien’, seine se, ‘moarns en jouns, dat wy hearre it hast net iens mear’. David bûgde de holle. Mar dat wie freeslik! Tachtich kear hie dy ûnbisniene Filistyn Gods hillige namme lastere en gjin ien dy't de moed hie om him it swijen op to lizzen. Hja hearden it hast net iens mear! Dus sa fier wie it al hinne mei it folk fan God. Hy wie mar in gewoane hoeder en hy hie gjin forstân fan 'e oarloch, mar dit wist er wol, soks hâldde hy gjin fjirtich dagen út. Dy't de Heare leaf hie, koe dit net fordrage, it wie ûnmûglik.

‘Hwat seit Saul hjir fan?’

De mannen laken. ‘Saul, dy sil syn âldste dochter jaen oan 'e man dy't Goliath forslacht, mar ek dat jowt neat. Hy is sa great en sterk en fan jong ôf is er in kriichsman’. David die in stap nei foaren. ‘Siz dat noch ris’, twong er. ‘Siz my krekt hwat de kening sein hat’.

En doe stie ynienen Eliab foar him. Lilk seach er David oan. ‘Tocht ik it net’, sei er bitter, ‘dû bist net kommen om nei ús to freegjen, mar om it spul hjir oan to sjen en de mannen út to harkjen. En dêrom hast nou de skiep yn 'e steppe efterlitten en stiest’ hjir to swetsen...’

David kearde him de rêch ta. ‘Hwat haw ik missein? As it dat net ienris lije kin...?’ En wer stie er midden tusken de mânlju yn en frege en frege. Hja hiene suver har niget oan dy frjemde skeper, dy't gjin swurd noch wapen droech en praette as soe er sa dêrmei de reus to liif. En spottend fregen se him: ‘Of doarstû miskien mei dy Filistyn to fjochtsjen?’

En op datselde stuit wist David hwat him to dwaen stie. Hy wie net om 'e nocht ta kening salve en fjochtsje mei de fijân fan jins folk, dat is keningswurk. It wie syn plicht. Hy wist noch net hoe't it moast, hy seach noch net hoe't it koe, mar ien ding wie fêst: hy soe dy lasterjende heiden foar ivich it swijen oplizze. It gyng him net om 'e eare, net om in keningsdochter, hy moast omdat God him rôp! Gods namme soe net langer lastere wurde! En rêstich sei er: ‘Siz tsjin Saul, dat ik hinnegean sil en dy Filistyn forslaen.’ Hy moast it noch in kear sizze en noch in kear, ear't hja him leauden; doe gyngen se út 'er haest en seine it de kening oan.

Foar it earst, nei al dy lange wiken fan skande en hún, wie kening Saul wer bliid. Dus nou wie der dochs in man fan Israël, dy't de striid tsjin Goliath oandoarst. Mar it moast in sterke, feardige keardel wêze en ien dy't de wapens wend wie, oars koe it noch neat wurde. Hy wie tige binijd...

Doe wiene der hastige stappen bûten de tint en syn feinten brochten him. In lange slanke jongeman bûgde ûnder it tintekleed troch; in jong en moedich lûd sei: ‘Haw heil, myn kening’. Saul seach him oan mei syn skerpe hifkjende eagen. It like in

aerdige feint, net bang en ek net bretael, linich en smel, mar gjin man om it op to nimmen tsjin dy koperen reus. Hy hie sa bliid west, doe't syn feinten it him fortelden, mar dit koe net! It wie suver noch in bern; sa'n jonge mocht er der net oan weagje. ‘It kin net’, sei er drôf, ‘hwant dû bist in jongfeint en hy is in kriichsman fan syn jonge jierren ôf’. It muoide him suver; it soe sa moai west ha as der dochs noch ien fan syn mannen dy Filistyn to liif gyng. En it wie sa'n fikse jonge. Miskien dat er him letter yn syn leger naem. En doe naem David it wurd. Dat hie er wol tocht, dat Saul dat sizze soe. Thús wie er ommers ek altyd to jong. Mar dizze kear liet er it der net by sitte. En earnstich sei er: ‘O kening, it is bard dat ik op in kear ús heite keppel hoede en dat der in bear út 'e bergen kaem en in skiep by de keppel wei-skuorde; doe bin ik op him ta gien en haw it skiep út syn bek forlost en de bear haw ik forslein; en doe't der op in

oare kear in liuw kaem en in laem meisleepte, haw ik ek de liuw dea makke. Nou dan, lit my hinnegean en lit my fjochtsje, hwant sa't it dy liuw en dy bear ôfgien is, sa sil it ek dy Filistyn ôfgean; hwant de Heare, dy't my rêdden hat út 'e kloeren fan 'e bear, dy sil my ek rêdde út 'e hân fan 'e reus'.

En wer seach kening Saul de jonge hoeder oan. As immen oars him sa'n forhael dien hie, dan soe er it net leaud hawwe, mar fan dizze jongfeint naem er it daliks oan. Ien dy't sa rêstich en dimmen forhelje koe fan sokke greate dieden, ien dy't sa fêst op God bitroude - dy liigde net! Dit wie mar net in dryste knaep dy't it gefaer net telde, dit wie in helt en hy soe gean yn 'e krêft en de geast des Heare. Sa wie er sels in kear gien, foar it leger fan Israël út, om Jabes to forlossen. Mar dat wie lange jierren lyn en God hie him forwurpen. O, as er noch ien kear wêze koe as dizze jonge skeper: sa moedich en mei sa'n great bitrouwen. Mar it wie nou gjin tiid om dêr oer to tinken.

Hy riisde oerein en gaspe syn harnas los. 'Dû meist gean', sei er freonlik, 'mar tsjoch dan myn harnas oan en nim myn wapens mei, hwant sa kinstû net gean'. De feinten kamen der op ta en holpen David yn 'e rissing fan 'e kening. It kaem goed út dat er like lang wie as Saul, oars hie it net kinnen.

En sa stie de jonge David dêr yn it harnas fan Saul: ien koart skoft droech de soan fan Isaï de wapenris fan in kening, ien momint wie er al, hwat er letter wêze soe. Net ien fan dy feinten wist it, dat dêr njonken kening Saul de nije kening stie, de man nei Gods hert nêst de forwurpen foarst. Allinne David wist it, mar hy tocht der net om. Hy die in pear stappen troch de keningstint; doe skodholle er en bigoun it harnas los to dwaen. 'Ik kin hjir net yn gean', sei er, 'it is my to stiif en to swier. Ik sil gean yn myn eigen klean en stride mei myn eigen wapens'.

It like Saul net goed ta, mar hy doarst der net tsjin yn to lizzen. Hy seach hoe't David de stêf yn 'e hân naem en de slinger om 'e pols boun. De slingerl Oars neat as in smelle learene riem dêr't de hoeders stientsjes mei mikke nei in ôfdwaeld skiep. Moast er dêr dy Filistyn mei forslaen? En dochs... in skerpe, hurde stien? Hy wist it net; en as dy jonge, moedige knaep it libben der by ynskeat, dan wie it syn skuld mei; hy wie de kening en hy hie him frij jown! As dit mar goed kaem!

Op 'e heuvel stie it leger fan Saul yn slachoarder ré, de wapens yn 'e fûst. En al dy eagen seagen nei dy iene, slanke boerejonge, dy't dêr nei ûnderen gyng mei neat oers by him as in stêf en in slinger. Nou wie er by de beek en bûgde er him. Fansels, yn it wetter koe er stiennen fine. Doe roun er wer fierder, rjocht op 'e fijân ta. De Filistyn hie David wol kommen sjoen. Dus der wie by al dy leffe Hébréërs dochs ien dy't net bang foar him wie. As er nou mar net miende dat er it fan him winne koe. Hy wachte dat David tichternôch by wie om mei de spear to smiten.

En doe ynienen waerd er razend. Woe Saul him de gek oanstekke, dat er sa'n-ien op him ôfstjûrde? Dat wie gjin kriichsman mei in spear yn 'e fûst, lyk as er earst miende: dat wie in hoeder mei in stôk en in skeperstas, in foege jonge noch. En forachtlik rôp er: 'Bin ik in houn, datstû mei stokken op my ôfkomst? Kom mar op,' by heech en by leech, 'dan sil ik dyn flesk de fûgels fan 'e himel jaen en it dierte fan it fjild'.

David bleau stean en wachte oant syn fijân útflokt wie. Doe sei er, lûd en dúdlik: 'Dû komst op my ta mei in swurd en in spear en in knots, mar ik kom ta dy yn 'e

namme fan 'e Heare der heirskaren, de God fan Israëls legermacht, dystû útdage hast. Hjoed sil de Heare my de oerwinning jaen en ik sil dy forslaen en ik sil de liken fan 'e Filistinen oan 'e fûgels fan 'e himel en oan 'e wylde dieren jaen en alle wrâld sil witte dat Israël in God hat'.

Goliath wie alhiel forgrime. Hy fielde dat dy jonge knaep, dy't net flokte en lastere, better sprutsen hie as hy. Doe lake er falsk. It mocht wier wêze dat dy Hébréër better prate koe as hysels, it kaem nou op fjochtsjen, net op praten oan. Driigjend kaem er op David ta, de spear foarút yn 'e sterke fûst. Noch in mannich stappen, dan smiet er it wapen. En it wie lange jierren lyn dat Goliath fan Gath in fijân misgoaid hie.

David seach hwat de kampfjochter woe. As

...rekke de reus ûnder de koperen helm lyk yn 'e foarholle

er de kâns krige syn spear to goaijen dan wie alles forlern. Fluch smiet er syn hoedersstêf fuort en die in stien yn 'e slinger. Doe roun er fluch op syn fijân ta. Ûnder it rinnen swaeide er de slinger en ear't Goliath der erch yn hie bleau er stean en smiet út alle macht. De hurde, skerpe stien snuorre troch de loft en rekke de reus ûnder de koperen helm, lyk yn 'e foarholle. Goliath smiet de earmen omheech; de spear foel oer de groun en dronken mealde er in slach yn it roun; doe sloech er swier tsjin de hurde groun. Mei in pear sprongen wie David by him en skuorde it swurd fan 'e reus út 'e skie en kappe him de holle ôf. Doe taestte er yn it swarte hier en swaeide de wrede kop boppe syn holle.

En doe earst bigriepen de forbjustere Israëliten hwat der bard wie; doe earst koene se it leauwe. In wyld jûchhei klonk tusken de heuvels en doe, as ien man, stoarmen se de skeante ôf, de delling troch en by de oare hichte op. De Filistinen wachten net ienris op har. Nou't har foarfjochter dea wie, doarsten se de striid net mear oan. Hjoed wie der in wûnder bard en wiene de goaden har gram. Hja flechten en rounen om har libben, mar de mannen fan Saul koene hurder en hellen har yn. Dy jouns leine de deade Filistinen yn 'e poarten fan Ekron en Gath...

Doe't alles ôfroun wie liet kening Saul David helje en spriek mei him en ek Jonathan, de soan fan Saul, woe mei David prate. It wie de earste kear dat hja elkoar troffen, mar fuort al sleaten se freonskip foar it hiele libben. As teken dêr fan joech prins Jonathan oan David syn rissing en syn wapens. It sprekt fansels dat nei dy wûndere oerwinning de namme en rom fan David oer alle stammen fan Israël fleach.

'*In kweageast fan God...*'

OM DYSELDE TIID SAHWAT - IT moat krekt foar de oerwinning op 'e Filistinen west ha en oars fuort der nei - waerd kening Saul siik. Mar it wie gjin gewoane sykte, lyk as elk wol ris hat yn syn libben: hy wie net koartsich en pine hie er net en it folk yn 'e keningsstêd fornaem neat oan him. Allinne syn feinten dy't him alle dagen bitsjinnen, wisten der fan en hja sieten der tige oer yn, hoe't dit komme moast. It wie sa'n frjemde kwael: it kaem by buijen en as it op it slimst wie, like it krekt as wie er net goed mei de holle; sokke tiden wist er net hwat er die en om neat koe er razend wurde en alles om him hinne stikken bruije. It koe ûren duorje, mar dan wie it soms ek sa mar wer oer en wie er wer fleurich en like freonlik as altyd.

Yn it earstoan kamen dy wylde buijen net sa faek en hiene de feinten wol hoop dat it fansels wer oer gean soe, mar doe't it al faker foarfoel en de oanfallen al langer duorren, wiene se suver har rie to'n ein. Dizze kwael wie gjin krûd foar woechsen; gjin dokter koe hjir helpe en gjin-ien wist krekt hwat it wie en hoe't it kaem. De iene tocht dat de kening it him to drok makke mei al dy oarloggen en dat it him dêrom by tiden trochroun en in oaren-ien woe der op út, dat de iene of oare flok op 'e sike kening ynwurke en dat al dy illinde dêr út fuort kaem. Mar dy't him tige goed koene, syn neiste mei-wurkers en freonen, dy wisten wol, dat der mear efter siet. Yn it earst fan syn regear wie Saul sa net; doe fielde er him echt de salvling des Heare en kaem de geast fan God oer him. Letter wie dat oars wurden, doe wie er frjemde wegen gien en hie God him forlitten en sûnt dy tiid wie er in oar man. En faeks hie alles noch wer goed wurde kinnen, as er birou hawn hie oer syn kwea en as er him ta de Heare bikeard hie, mar dat woe er krekt net, dêr wie er to greatsk ta. Hy gyng syn

eigen wegen en hy woe de stege holle net bûge en aîtyd wer wrokke er tsjin de hillige God. Mar dat kin gjin minske folhâlde en it makke him bang en sa rekke er yn 'e macht fan in kweageast. Godsels hie dy geast de macht jown om him to pleagjen, mar ynpleats dat er doe ta de Heare syn taflecht naem en bea oft God him fan dy démon forlosse woe, waerd er der dwers tsjin yn en rekke er der al mear ûnder.

Doe't it sa slim waerd dat de tsjinners it net mear stil hâlde koene en der gewach fan kaem yn 'e stêd, bisochten se noch in lêste middel. De kening mocht graech oer muzyk en nou woene se in man komme litte

dy't tige spylje koe: faeks dat har sike hear dan kalmer wurde soe. It kaem der nou mar op oan dat hja in geskikten-ien fine koene en doe't hja der oer praetten kaem ien fan har op it idé om David komme to litten, de soan fan Isaï, út Bethlehem. Hy koe wûndermoai spylje en bûtendat like er in fiks soldaet to wêzen, dat dan koe er ek mei as de kening útteach ta de striid.

It like harren allegearre skoan ta en op in kear doe't it tige bêst wie mei Saul, bigounen se der oer. De kening foun it ek goed en fuort de oare deis gyngen der boaden nei Bethlehem; dy fregen Isaï oft er syn soan net misse koe om tsjinst to dwaen yn it keningshûs. Fansels koe de âldman net wegerje, nou't de kening sels frege en wer seale de jonge hoeder de ezel en wer teach er fan hûs, de frjemdte yn. In pear sekken naem er mei fol farske breaën en noch in sek fan 'e bêste wyn en in jong bokje. Hy hie der sels it measte sin net oan, mar dêr hie syn heit net nei frege. En bûtendat: hy wist dat dit net bûten God omgyng. Ienris soe er sels op 'e troan fan Israël sitte en hearskje oer de tolve stammen; dêrom stjûrde de Heare it nou sa dat er by de kening kaem. Hie er yn âlde tiden ek Mozes al net by de Farao brocht om him ré to meitsjen foar syn letter wurk?

Hy waerd tige goed ûntfongen to Gibea en doe't er Saul seach en mei him praette, koe er him hast net bigripe dat it sa slim wie as de tsjinners seine. Hy mocht wol oer him en hy murk al gau dat de kening him ek graech lije mocht; it duorre net lang doe hie er ek al in plak yn it leger en wie er Sauls wapendrager. Dat it like wol as koe de harpe rêste en soe er ynpleats syn kening tsjinje mei swurd en spear.

Mar doe kaem der in dei dat it sa goed net wie mei Saul en dat de tsjinners stil en hoeden omgyngen en David wonken dat er spylje moast. De kening siet yn syn stoel oan 'e ein fan 'e tafel, roungear en djip fortiisd yn syn eigen sombere gedachten. Syn eagen stiene gril, mar hy fornaem net iens dat David der yn kaem en yn in hoeke fan 'e keamer, by de muorre, sitten gyng. It wie tige stil. Sokke tiden mijden de tsjinstfeinten har sike hear en lieten him yn syn wêzen; in inkeld lûd, in swiere stap, in doar dy't klapte, koe him razend meitsje. David hie gjin each fan 'e kening ôf, mar syn hân taestte nei de snaren. De kening hearde neat. En al lûder sprongen de klanken troch de stille keamer, al lokjender, twingender. Hy spile alle blidens en langst fan syn jonge libben, de heuvels om Bethlehem, de keppels, blommen en fûgels, syn heite hûs en de wylde freugden fan 'e oerwinning op Goliath. Al lûder rûzen de lieten, al blider. Doe seach er dat de kening glimke en nei him knikte. It slimste wie oer en dizze kear bleau de oanfal wei.

Fansels gyng it net altyd sa maklik, mar it spyljen holp dochs wol en der kaem in tiid dat David mar komselden mear de harp hoegde to brûken. Yn dy tiid triek er faek mei Saul to fjilde en it die bliken dat er moedich wie, op it dryste ôf. Ynpleats fan Saul's wapendrager waerd er al gau offisier en bytiden stjûrde de kening him der op út en bleau sels thús. En altyd kaem David as oerwinner thús, de fijân forslein en de grinzen feilich. Gjin binde Filistinen koe it fan him winne en syn soldaten woene wol foar him troch it fjûr. Saul koe mar rêstich thús bliuwe yn syn keningshûs en David rêdde him wol mei de fijannen. Nei al dy jierren fan swiere striid, libbe Saul suver wer op. It wie oft der in kear yn syn libben kommen wie, nou't er David oan syn hôf hie. Hy waerd moediger en al langer en langer bleauwen syn sombere buijen wei en al mear bigoun er fan David to hâlden. It like hast wol oft er noch ien kear

de kâns krige om syn libben to foroarjen, oft God tsjin him sei: Sjoch, Ik haw myn feint David by dy jown, datstû wurde meist sa't hy is, moedich en tige from. Haw My leaf, lyk as hy My leavet en dan sil it ljocht wêze oan 'e ein fan dyn libben.

Sa hie it kinnen, as Saul mar wollen hie. It wie syn eigen skuld, dat er ynpleats noch fierder fan God ôfdwaelde en noch djipper foel...

Op in kear hie David der wer op út west om tsjin de Filistinen to striden en dizze kear hie er in tige greate oerwinning bifochten, sa great dat de fammen fan Israël út-trieken om him en syn mannen hulde to dwaen. Yn in lange optocht, yn wite klean, dounsjend en mei tambourinen en triangels, gyngen se it leger yn 'e mjitte. It waerd in feestlike yntocht yn 'e keningsstêd, al dy rûge soldaten yn in rounte fan

sjongende fammen. Kening Saul siet by it finster en hearde de muzyk al fan fierren. Noch noait hie er sa'n oanfierder hawn as David, noch noait hie syn leger sa faek woun as nou't David har foar gyng yn 'e striid.

En doe ynienen, boppe it stampen fan 'e soldatestappen en it rinkeljen fan 'e triangels, hearde er de fammen sjongen, in pear rigels mar, in soarte fan koart refrein.

‘Saul hat syn tûzenen forslein,
‘Mar David syn tsientûzenen.’

De kening waerd wyt fan lilkens. As hja swijd hiene oer him, dat hie er bigripe kinnen, hy hie nou ienris net mei yn 'e slach west, mar dit wie in hún. Tûzen joegen se him en David de tsien tûzenen! Wie hy dan safolle minder en dy soan fan Isaï? Grimitich klapte er it finster ticht en gyng yn 'e hoeke fan 'e keamer sitten. Altyd wie dy David de earste, altyd hie it folk dy man út Bethlehem leaver as him, har wettige kening. Moast hy dan ivich de lêste wêze? Earst wie it altyd Jonathan dy't de eare fan 'e oerwinning krige en nou dizze David.

En tagelyk kaem him dy dei fan Gilgal yn it sin. ‘De Heare hat jo forwurpen, dat jo gjin kening oer Israël wêze sille. Hy sil in oaren-ien ta kening sette oer syn folk, in man nei syn hert’, sa hie Samuël doe sprutsen. Nou wist er hwat dy wurden fan 'e âlde Godsman bitsjutten: dizze soan fan Isaï, dizze jonge dy't er roppen hie by de keppel wei en set oer syn soldaten, dat wie de nije kening. Dizze skeper fan Bethlehem soe him fan 'e troan stjitte! Dat er dat nou net earder troch hawn hie! Kening woe er wurde, dy David: dêrom wie er yn it keningshûs kommen mei syn harp, dêrom liet er him huldigje fan dy sjongende fammen. Noch hearde er yn 'e fierte dat refrein: ‘Saul hat syn tûzenen forslein, mar David syn tsientûzenen...’

Hy biet op 'e tosken. Net ien fan syn feinten mocht hwat oan him fornimme, mar hy soe mei dy David ôfrekkenje. Hy liet him sa mar net fan 'e troan kringe! Hjoed wiene him de eagen iepen gien! En hy moast it ris wer weagje en spylje op 'e harp yn syn keamer!

Dy nachts koe er net yn 'e sliep komme en lei er yn it tsjuster to wrokjen; de oare deis wie it alhiel mis mei him. De feinten beven en trillen, sa stelde er him oan. Doe hellen se David. Mar dizze kear seach er him kommen. Hwat spile er, dy soan fan Isaï. Mar hy woe net nei dy lieten harkje, hy woe net bidarje, hy woe noch lilker wurde, noch forwoedener. Oan ien wei seach er nei David. Syn hert bounze, de hannen trillen him. Dy falske, gemiene ynkringer mei syn from gesicht! Doe fleach de hate him oan. Stjerre soe er, dy forflokkeling!... Wyld skuorde er de spear út 'e groun en ûnderhelle de hân. It wapen sûze troch de keamer en sloech yn 'e muorre. Mar David hie it krekt op 'e tiid sjoen. Hy liet him fansiden falle en sprong wer oerein. Tagelyk glied er de doar út. Saul hearde syn rêdde stappen yn 'e gong. Nou wie er dochs noch ûntkommen. Wacht mar, hy soe him dochs wol krije...

Dy kear duorre it lang, ear't er bikommen wie.

Michal, de keningsdochter

EN WER GYNGEN DE DAGEN EN de wiken foarby en David die gewoan syn wurk yn it keningshûs. Noch altyd gyng er by de kening út en yn, noch altyd triek er mei to

fjilde as de fijân it lân ynfoel en foar it each fan 'e minsken wie er jimmer noch de gunstling fan 'e kening. Mar David sels wist it wol better; nei't Saul him doe nei it libben tinge hie, wie der hwat tusken har dat noait wer goed koe. Saul die wol krekt as wie der neat bard, mar yn syn hert wie er bang foar David en om't er bang foar him wie, hate er him.

It kaem sa fier dat er útseach nei de dea fan David. Hwat er earst allinne mar wollen hie yn in fleach fan wylde woede, dêr siet er nou oer to tinken yn syn soune dagen. Hy bigriep wol dat er syn tsjinstfeint net sa mar deadzje koe en hy naem him foar om net wer mei de spear nei him to smiten, mar lykwols makke er plannen om him dea to krijen. Dy soan fan Isaï, dy't him fan 'e troan jeije woe, dy moast stjerre, oars soe hy, Saul, gjin rêstige ûre mear hawwe. En iderkear wer stjûrde er him yn 'e striid en elke kear as er útteach, hope er, dat er him net wer sjen soel Mar nei

elke tocht kaem David werom, soun en fris en mei de romte fan eare en bût. It like suver as koe gjin wapen him reitsje, as hâldde de Heare sels it skyld boppe syn holle. Deselde Heare, dy't hìm forwurpen hie...

En doe bitocht Saul in plan, sa falsk, dat men it fan in kening net leauwe soe. Der wie noch altyd dy âlde kwesje mei Mearab, dy't trouwe soe mei de man dy't Goliath forsloech. David hie de priis doe earlik fortsjinne, mar om't er doe noch sa jong wie, wie der fuort net fan kommen. Nou bigoun Saul der sels oer. ‘Sjoch, myn âldste dochter, Mearab, sil ik dy ta frou jaen, mar dan moatstû earst biwiizgje, datst tige dapper bist en datstû de striid des Heare fiere kinst’. En hy sette in gesicht as soe er David och sa graech as skoansoan hawwe wolle en as die er him in hege eare.

En it wie in eare, trouwe to meijen mei de keningsdochter, mar lykwols like it David net goed ta. As Saul sa freonlik praette dan siet der meast hwat achter. En hwerom soe er earst noch dappere dieden dwaen moatte? Hy hie Goliath forslein; wie dat dan gjin biwiis genôch? En koel, as koe it him it measte net skele, sei er: ‘Né, mar ik bin mar in gewoan man en myn geslacht is lyts yn Juda, dat it soe gjin foech jaen dat ik de skoansoan fan 'e kening waerd’.

Saul stie der net op oan, mar it spiet him al dat David der net op yn gyng. It hie syn doel west dat David in tige dryste oanfal dwaen soe, om Mearab to fortsjinjen en hy hope dat er dan wol falle soe. Mar it wie as seach er it swurk driuwen, dy Judeër. En om't er dochs net woe, joech er Mearab yn dyselde tiid oan in oare man, in Adriel, út Abelmehola. It foel David dochs noch ôf, doe't er it hearde. Dy deis to Socho, doe't Goliath it leger fan Saul húnde, doe woe de kening fan alles wol bilove en nou't it sa fier wie, nou briek er syn wurd.

Sa like it wol dat dit gemiene plan oan 'e kant wie, mar net lang dêrnei bigoun it wer fan foaren oan. Saul hie noch in dochter, Michal, en op in kear fortelden syn feinten him, dat Michal tige mei David op hie en wol graech mei him trouwe woe. En fuortdaliks tocht Saul dat dit dan nou in goede kâns wie om David dea to krijen. Foar Michal soe er faeks noch mear weagje as foar har âldere suster en as it hwat slagje woe soe er falle yn 'e striid.

To-mûk bigoun er syn plannen út to fieren; sels trune er David oan om Michal ta frou to nimmen en hy frege sels syn tsjinners oft hja him net helpe woene. Hy fielde net iens mear hoe falsk dit allegearre wie en hoe lyts: in heit dy't syn dochter oanpriizget as in keapman syn waer; in kening dy't syn tsjinners oanspant tsjin in oarenien; de salvling des Heare, dy't út oergunst in better man de dea docht.

De feinten fan Saul wiene wol genegen om har hear to helpen en hja praetten it David wakker moai foar. Michal wie in kreas frommis en tige flink en om 'e breidskat hoegde it net oer to gean. Ynpleats fan in greate som jild to jaen, hoegde er allinne mar hûndert Filistinen to slaen. En hwat wie nou hûndert Filistinen foar in man as David?

David hâldde de saek in hiel skoft op syn birie, mar einlings soe it dan dochs wêze. Foar hûndert Filistinen soe er Michal hawwe as syn breid. Dat op in goede dei teach er mei in lytse, dryste binde de grins oer en yn it lân fan 'e fijân op. Fansels lieten de Filistinen dat sa mar net oer har kant gean en in leger teach op, David yn 'e mjitte. Nei de wylde, wrede slach leine net hûndert, mar twa-hûndert deade Filistinen op it slachfjild.

En sa teach David mei syn mannen werom nei Gibea, de kenîngsstêd. Saul sette in freonlik gesicht, doe't er by him kaem en biwiis brocht fan syn oerwinning, mar

yn syn hert wie er forgrime. Nou wie alles forlern, nou hie dy soan fan Isaï der dochs it libben noch ôfbrocht. En nou koe er him fansels syn dochter net mear ûntkeare.

Net lang dêrnei troude it jonge pear en waerd David Saul syn skoansoan.

En wer like it foar it each fan 'e minsken dat Saul en David tige goed mei elkoar koene; hwa soe nammers op in brulloft tinke oan wrok en oergunst en oer in hate, sa bitter as de dea? Saul die him wol in skoftsje tige freonlik foar, mar lang koe er it net folhâlde, doe kaem de âlde wrok wer boppe. Tsjin syn feinten en syn soan Jonathan bigoun er der oer dat er dy David fan kant meitsje woe. As dy Filistinen dan mei syn allen dy iene Judeër net oer koene, dan soe hy it sels wol dwaen.

Mar doe riisde syn soan Jonathan oerein en naem it wurd. As der ien wie, dy't re-

den hie om David to haetsjen, dan Jonathan wol. Hwant as David wier útkard wie om de kening fan Israël to wurden, dan wie der foar de soan fan Saul gjin kâns mear op 'e troan. As prins Jonathan op him sels seach en op syn takomst dan mocht er wol hoopje, dat David it net lang meitsje soe. Mar Jonathan wie gjin man dy't allinne om him sels tocht: hy hie David leaf, al sûnt dy deis to Socho en as it Gods wollen wie, dat David ienris op 'e troan fan Israël sitte soe, dan woe hy him wol skikke. En dêrom pleite er foar syn freon, nou't Saul der oer praette om him to deadzjen. Hwerom soe de kening him bisûndigje oan de man dy't Goliath forsloech en dy't sa folle dien hie foar syn folk? Dy deis, doe't er de Filistyn to-mjitte gyng mei in stôk en in slinger, doe hie Saul sels bliid west; werom soe er him dan nou sûnder reden deadzje? En dizze kear woe Saul dan dochs nei goede rie harkje. Hy bigriep dat Jonathan gâns better en edeler wie as hysels en nou skamme er him dochs oer syn moard-plannen. As in blêd oan 'e beam, sa wie er ynienen omkeard en mei de hân omheech swarde er in swiere eed. ‘Sa wier as de Heare libbet, hy sil net stjerre’.

Sa kaem it, dat David dochs wer yn it keningshûs bliuwe koe en dat alles wer rom en goed like.

Mar it koe net lang sa bliuwe, dêr siet Saul syn wrok en oergunst to djip foar. En doe't David op in kear wer in greate oerwinning bihelle en syn namme wer troch alle doarpen en stêdden fleach, lôge de grime fan 'e kening wer forheftich op. Wer die er in útfal nei him mei de kenings-spear, mar ek nou koe David noch krekt ûntkomme. Saul wie razend. Al wer hie er it libben der ôfrêdden, mar dizze reis holp it him net. Dyselde jouns stjûrde er soldaten nei it hûs fan David; hja hiene opdracht om de wacht to hâlden by de doar, dat er de nachts net ûntkomme koe en om him op to heljen, sadré't it dei wie. En dan soe er stjerre. It muoide him om Michal, mar as hja fan 'e earste skrik bikommen wie, soe se wol ynsjen dat it sa moast. It gyng om syn troan, om Jonathan, om 'e takomst fan syn hûs. Hja soe wol lilk wêze as hja hearde dat er David deade hie, mar it koe net oars. Noch ien nacht soe er by har sliepe en dan...

Mar Michal, de dochter fan Saul, sliepte dy nachts net. Al ridlik gau nei't David thúskommen wie yn har hûs op 'e stêdsmuorre, hie Michal de soldaten glûpen heard om hûs en hear. Hja bigriep wol hwat dat bitsjutte: der stie in wacht foar de doar en as it ljocht waerd dan hellen se har man. Sa fier wie it nou dus kommen, dat har eigen heit de hannen slaen woe oan har man. Mar as Saul miende dat hja it mei him hâldde, as er tocht dat hja har eigen man forriede soe, dan koe er har noch net! Rêd gyngen de gedachten har troch de holle. David moast fuort, nou daliks noch en ear't de moarntiid kaem, moast er al ûren fier fuort wêze. En dan moast se Saul wys meitsje, dat er siik wie en net komme koe. As it har slagge, dan krige er altyd noch wol in dei de tiid om in feilich hinnekommen to sykjen. Sa moast it... Hja hie him noch graech dizze iene nacht thús ha wollen, mar it koe net, it gyng om syn libben. Har man soe net falle troch de hân fan har heit. Hastich brocht se David nei boppen, nei de efterkant fan it hege hûs. Der wie in smel finster dat oer it fjild útseach; as hja him dêrtroch sakje liet, wie er bûten de stêd. Sa hie ienkear Rachab de beide bispieders holpen om út Jericho to kommen. Doe namen se ôfskied fan elkoar. Michal skriemde net. By it iepen finster harke se nei it lûd fan syn lichte stappen. Hwannear soe se him wersjen? Doe't David fuort wie naem Michal de terafim, in soarte fan godsbyld en lei it op it bêd der't har man oars sliepte; om 'e houten kop tearde se in tekken fan

geitehier en doe bistoppe se it byld mei in waerme doek. Yn 'e donkere sliepkeamer like it krekt in man mei in bleek gesicht en in wyld prûk hier.

It wie noch mar amper ljocht de oare moarns, doe't de soldaten bounzen op 'e bûtendoar. Michal die sels iepen. Kalm sei se: ‘Hwat wolle jim sa ier al?’ De offisier skamme him suver, doe't er syn boadskip sei. ‘De kening hat us gebean om David op to heljen en foar him to bringen.’ Michal seach him lyk oan. ‘Dat treft dan net,’ sei se mei in fyn glimke, ‘hwant hy is op bêd en hy mei der net út. Hy is siik’. De offisier wist net hoe't er nou moast. Hjir hie er gjin rekken op makke! De kening hie it him goed oplein, mar fansels, sykte, der koe men net foar. It wie it

bêste dat er dan mar nei de kening gie en frege hoe't it nou moast. Sok moai wurk wie it ek al net om in man as David op to heljen; en Michal seach him sa nuver oan mei har fûle eagen!

Doe't er ôfmarsjearde mei syn mannen, koe Michal it laitsjen net litte. Nou soene se wol in dei wachtsje en dan ris sjen oft it ek hwat better wurden wie. En ûndertusken wie har man al lang de grinzen oer. En as Saul it al net leaude en wissichheit ha woe, ei nou, dan mocht dy ûnnoazele offisier wol om it hoekje fan 'e doar kypje.

Mar sa maklik kaem Michal der dy moarns dochs net ôf. Doe't Saul hearde dat David siik wie, bikaem syn grîme net. Hwat tochten se wol? Hy hie sein dat se him de soan fan Isaï bringe moasten en nou kamen se dochs noch sûnder him!... Hy hiet siik to wêzen. Wis, mar hoe wisten se dat Michal har net to fiter hawn hie? Hiene se him lizzen sjoen?... Né, fansels! As hja dan mar seagen dat hja der wer kamen. En gau. En as er wier siik wie, goed, dan hellen se him mar mei bêd en al. De koele moarnsloft soe syn koarts gjin kwea dwaen; hy soe ommers dochs stjerre, dizze selde moarn?

En wer kloppen se op 'e doar by Michal en wer stiene se foar har. ‘Dus’, sei se heech en koel, ‘jim leauwe my net?’ De offisier stammere der suver yn om. ‘Ik leau jo wol, frouwe, mar de kening hat sein dat wy him helje moatte mei bêd en al’. Michal hie net tocht, dat har heit sa fier gean soe. Wol great moast syn haet en syn grime wêze, dat er gjin dei tiid dwaen koe. Mar it wie net slim, David wie al ûren fuort. Allinne dat hja nou dat byld sjen soene, dat wie spitich. Har heit soe razend wêze. Mar dêr foun se ek wol wer hwat op!

Mei in spotske bûging frege se de mannen yn. Woene se har mar efternei komme? De offisier stie oer de keamer, it bleate swurd yn 'e fûst. ‘Nim him op’, wonk er. Fjouwerisom bûgden de soldaten oer it bêd; fjouwerisom taestten se nei de hoeken fan 'e matras. En dêrmei wiene har eagen hwat oan it tsjuster wend en seagen se dat it David net wie. Hja skuorden de bûnte doek oan 'e kant en de geite-hierren tekken en op it bêd lei ynpleats fan 'e libbene David, de deade god. Ien kuort momint wiene de mannen bliid. Dus, David wie net thús. Dan hoegde er net to stjerren en dan koe Saul har net oplizze om de hân oan him to slaen. Doe bitochten se hwat de kening wol sizze soe en mei in swier moed gyngen se op 'e nij nei it keningshûs.

Fansels wie Saul net bêst to sprekken en noch deselde moarns moast Michal foar him forskine. Strang spriek er har oan. Bigriep se dan net, dat in dochter oan 'e kant fan har heit heart to stean? Moast se nou dy David ek noch helpe, dy't him fan 'e troan stjitte woe en dy't, as er ienris de kâns krige, miskien har hiele famylje útroegje soe? Tocht se dan allinne mar om dy man fan har en net om har heit, net om Jonathan, net om 'e takomst? Hoe koe se dit dwaen? Michal stie dêr, de holle foardel, de eagen nei de groun, in bideste dochter foar in grime heit. Doe sei se, sa sunich dat Saul it amper hearre koe: ‘Ik koe net oars. David sette my de punt fan it swurd op it boarst en sei: Ast' my net helpst, stek ik dy dea. Dat, hwat soe ik oars?’ En sa forbline wie de kening fan haet tsjin David, dat er dy ûnsinnige leagen leaude.

Sa rêdde Michal it libben fan 'e man dy't hja leaf hie. Doe't hja him wer seach, jierren en jierren letter, wie alles oars en koe it noait wer wurde sa't it west hie yn 'e dagen fan har earste leafde.

Jonathan, de keningssoan

DY NACHTS DOE'T DAVID flechte út 'e keningsstêd, roun er ûren en ûren; hy wist dat it om syn libben gyng en dat er nearne yn Israël mear feilich wie. Mar it like him ek net goed ta om oer de grins to gean en nearne yn it bûtenlân hie er freonen. Sa kaem er dan de oare deis yn it stedtsje Rama, by de profeet Samuël. Krekt yn dizze omstannichheden woe er noch gaech ris prate mei de man dy't him salve hie. Hy fortelde Samuël alles dat Saul him oandien hie en doe't it net lang dêrnei bliken die dat Saul him sels yn it hûs fan 'e Godsman net mei rêst liet, teagen se mei syn beiden nei Najoth, in plakje net fier fan Rama, dêr't gâns profeten wennen.

As hja lykwols tocht hiene dat hja dêr

feilich wêze soene, dan hiene se it wol foargoed mis. De kening stjûrde soldaten om David to heljens mar ynpleats dat hja him foar Saul brochtens kaem de geast oer har en bigounen se to profetearjen; in twadde en tredde troep gyng it krekt sa mei. Fansels hearde Saul al gau hwat syn boaden oerkommen wies mar hy liet it der dêrom net by sitte. As syn soldaten har plicht dan net dienes dan soe er der sels op út. Hy wie noch net ienris oan 'e profeten tas dy't him sjongend en roppend to-mjitte kamens doe kaem ek oer him de geast: hy profetearre en rekke sa yn ûnstjûrs dat er net mear wist hwat er die. Hy forgeat David en tocht der net mear oer hwêrt' er om kommen wie; hy skuorde syn keningsmantel ôf en sa lei ers yn syn himds dy hiele dei en de hiele nacht oer de groun. De minsken sprieken der skande fan en doe't er ta him sels kommen wies gyng er biskamme nei hûs. Nei alles dat er nou bilibbe hies doarst er David net mear binei komme.

It wie yn dy earste tiids fuort nei dy wûndere reis fan Sauls dat David noch ien kear de kâns krige om Jonathan to treffen. Hy wist dat it him it libben kostje koes mar miskien wie it de lêste kear en hy woe noch sa graech ris mei syn freon prate. Jonathan tochts dat it wol hwat tafalle soe: syn heit bipraette alles mei him en hy hie it der net oer hawn dat er David noch deadzje woe. Hy hie ommers al earder ris in goed wurd foar him dien by de kening en dat hie doe mar bêst holpen. Mar David koe sa mar net leauwe dat nou alles wer goed wie mei Saul. Fansels, tsjin Jonathans syn bêste freon, soe Saul der wol net oer bigjinne, mar dat de kening noch altyd op him loerde, dat stie by him fêst. ‘Sa wier as de Heare libbet, Jonathan, en sa wier astû libbest, der is mar ien trêd tusken my en de dea’.

Jonathan sei: ‘Mar siz my dan hwat ik foar dy dwaen kin by ús heit, hwant sa kin it dochs ek net bliuwe’. En wer liet David alles yn him omgean. Hy woe net graech nei in frjemd lân en hy doarst ek sa mar net wer nei Saul ta to gean. As Jonathan nou earst ris to witten seach to kommen hoe't Saul oer him tocht? Miskien dat it dochs noch hwat ta foel.

‘Goed’, sei er, ‘lit ús it noch ien kear bisykje. Moam is it de feestdei fan Nije-Moanne en as ik dan net by de kening kom to itens sil er fêst nei my freegje. Siz dan tsjin him dat myn âldste broer my helle hat en dat der in offer opdroegen wurdt foar myn famylje to Bethlehem. As er dat goed opnimt - nammersto better foar mys hwant dan is er net lilk mear op my en kin ik wer by him komme; mar as er dan tige lilk wurdts fortel it my dan en dan sil ik in feilich hinnekommen sykje. En mocht it wêzes dat ik hwat misdien haw - hoewols ik soe net witte hwat! - kom dû dan sels en deadzje mys mar bring my net nei jimme heit’.

Dat lêste woe Jonathan fansels gjin praet fan hearre. ‘Dû bist net skuldich’, sei er, ‘en al wie it sa, dan soe ik dy noch noait hwat dwaen. Hwant ik wit dat de Heare mei dy is en dat Er dy it keningskip jaen sil. As ik dan noch libje, dan sil ik dyn trouwe tsjinner wêze, mar mocht ik dan al wei wêze, doch dan barmhertichheit oan myn bern’.

Mei in djûre eed yn 'e namme des Heares biloofde David it en doe gyngen se byinoar wei. De trêdde deis soe David yn it fjild wêzes net fier fan Gibeä en him forskûlje achter in rots. Dan soe Jonathan mei ien fan syn feinten dêr lâns komme en mei de bôge sjitte; dat die er wol faker, dat gjin ien soe der erch yn hawwe. As er dan de feint gebea om 'e pylken op to heljen en hy rôp: ‘Net sa fier; de pylk leit tichterby!’ dan soe it in teken wêze dat Saul net lilk mear wie en dat David gerêst

werom komme koe. Mar as er ynpleats rôp: ‘Toes de pylk leit folle fierder’, dan socht de kening him noch en moast er flechtsje.

It wie de dei fan Nije-Moanne en yn it hûs fan Saul wie it feest-miel opdroegen foar fjouwer man. Njonken de kening siet syn kriichs-oerste Abner en oan 'e oare kant de tafel, nêst Jonathan, bleau de stoel fan David leech. Saul sei der neat fan. Miskien wie er ûnrein en koe er dêrom it feest net mei-fiere. Mar doe't er ek de twadde deis net kaem, waerd er lilk. ‘Werom is dy soan fan Isaï net by de tafel, juster net en hjoed al wer net? Wit er al net ienris mear dat dit op feestdagen syn plak is?’ Jonathan antwurde rêstich: ‘O ja, David hat my frege om in pear dagen nei Bethlehem en ik haw sein dat it goed wie. Syn broer kaem om him, hwant hja hiene in of-

fer yn 'e famylje'.

Saul waerd wyt fan lilkens. 'Mar bigrypstû dan noch net,' raesde er, 'dat dy Judeër tsjin ús gearspant? Dat kin in bern wol bigripe, hwat dat offer bitsjut: hja meitsje plannen om ús fan 'e troan to reagjen, dy en my en om dy David kening to meitsjen. Hwant ik siz dy: Salang't dy soan fan Isaï libbet silstû noait kening wurde.' Hy woun him al mear op en praette al lûder en forheftiger. 'Mar ik wit al lang datstû it mei David hâldst; dû bist in oerhearrich bern, in skande foar jimme mem en my. Hoe kinstû dêr rêstich sitte, wylst dat folk fan Isaï dêr yn Bethlehem syn falske plannen smeit? Jow dy oerein en stjûr boaden en lit him ophelje, nou daliks, hwant hy is ta de dea opskreaun'.

It hie faeks better west as Jonathan mar neat werom sein hie; hy wist nou hwat er witte woe en syn heit woe nou dochs gjin reden forstean. Mar hwa kin swije as him soks oandien wurdt? En hy spriek nammers net foar himsels, mar foar in freon, dy't him net fordigenje koe. En rêstich frege er: 'Hwerom moat er deade wurde? Hwat hat er dan dien?'

Dy simpele fraech makke Saul alhiel razend. Krekt om't er der neat tsjin sizze koe, krekt om't er wol wist dat David neat dien hie, waerd er noch lilker. Hy sprong oerein. Doarst Jonathan nou sa'n forrieder noch foar to sprekken? Wie dat in soan fan him? Wie dat de kroanprins fan Israël? Doe pakte er de keningsspear en smiet him oer de tafel hinne nei Jonathan. It wie syn skuld net dat it mis wie!

Jonathan sei neat mear. Hy riisde oerein en roun de doar út. Hij tocht noch net iens it meast om him sels, dat er omtrint formoarde wie troch syn eigen heit. It die him noch it meast leed om David, dat Saul him sa deadlik hate en him dizze skande oandie. Mar nou wist er dan, dat it noait wer goed wurde koe tusken Saul en David. Moarnier soe er syn freon warskôgje, dat er flechtsje moast.

En yn 'e feestlike keamer, by brea en wyn, siet Saul allinne by Abner. Foar him oer stiene twa lege stuollen. It bigoun wol leech to wurden om him hinne; dy't him it troust tsjinne hiene en dy't him it neist stiene, dy dreau er by him wei nei syn oergunst en syn haet. Hy fielde him forlitten en forret. Mar hy bigriep net dat it syn eigen skuld wie. Hy hie God forlitten en nou hie de Heare him forwurpen.

De oare moarns siet David yn it skaed fan 'e hege rots. Oer it fjild seach er Jonathan kommen, Jonathan mei de bôge oer de rêch en in jonge by him. Hy koe hast gjin tiid dwaen, sa binijd wie er. Soe Saul noch like lilk wêze as earst? Of soe er him skamje en woe er it nou wer goed meitsje? Mar hwat joech it dan noch! In pear wike koe it goed kean, in pear moanne miskien en dan kaem der dochs wer in útbarsting. Né, hy koe better de wide wrâld mar yntsjen! Twaris hie Saul him nou smiten mei de spear; twaris wie it goed gien. Mar it hoegde ek mar ien kear rekke to wêzen!

Doe stie er dea-stil en harke. In ein foar him út spande Jonathan de bôge en skeat. De jonge sette de stap der yn om de pylk op to heljen. En jitris, heech oer syn holle hinne, flitste in pylk. Doe sette Jonathan syn lûd út en rôp: 'Leit de pylk net fierder op, de oare kant út?' David wist genôch. Sauls grime wie noch net bikommen; hy moast flechtsje. Mar hwer hinne? En jitris hearde er Jonathan roppen: 'Toe, meitsje oan, bliuw net stean'. Dus, der wie haest hy! En dit wie it lêste dat er fan Jonathan sjen soe. Alles moast er opjaen, alles. Syn wurk, syn hûs, syn jonge frou. Hwat soe Michal der fan sizze? Michal hie him it libben rêdden, mar Michal wie net in frou

om him to folgjen op syn wylde flecht. Hja hâldde to folle fan rykdom en eare, fan glâns en pronk. Hwannear soe er har wersjen?

En doe kloppe syn hert rêd en bliid. Jonathan hie de jonge fuortstjûrd mei pylken en bôge en kaem rjocht op him ta. Nou soene se dus dochs noch meiïnoar prate. Beide weagen se der har libben mei; mar beide wiene se net bang.

Ut it skaed fan 'e stien kaem David to foare; trijeris bûgde er oan 'e groun ta, doe wie Jonathan by him en sloech de earmen om him hinne. Hja skriemden, fan blidens om dizze lêste moeting, fan fortriet om 'e skieding dy't komme moast. Doe praetten se noch in skoft en fornijden de swiere eed dy't tusken harren wie.

En dêrnei gyng elk syn wegen.

De swalker

NEI DE LÊSTE MOETING MEI JOnathan flechte David it Suden yn. Hy wist noch net hwêr't er hinne soe, mar hy bigriep wol dat der haest by wie. Saul soe der alles op sette om him yn hannen to krijen en der wiene sa folle minskan dy't him koene. En hy hie gjin wapens, gjin iten foar ûnderweis; oars net as in pear mannen dy't mei him flechtsje woene en dy't it sels yn dizze bittere need mei him weagje doarsten. Hy moast iten ha en in wapen en gjin ien soe it him jaen doare as it útkaem dat er foargoed út 'e gunst wie by Saul. Der siet oers neat op: hy moast beare, dat er noch altyd de trouwe tsjinner fan 'e kening wie.

Hja kamen, op har wei it Suden yn, by it stedtsje Nob lâns. Súnt de Filistinen Silo nommen hiene yn 'e dagen fan Eli, wie Nob de preesterstêd en stie dêr de Tabernakel. David koe de hegepreester skoan; Achimélech wie syn namme en hy wist dat de man alles dwaen woe om in tsjinner fan 'e kening to helpen. Syn maten wachten bûten de tabernakel en David gyng sels nei de preester ta. It wie wol in slim ding: Gods hegepreester foar to Ieagenjen, mar it koe net oars.

Achimélech kaem David al yn 'e mjitte, bang en mei gâns bûgingen. Hoe koe dat, dat in man as David, de skoansoan fan 'e kening en in heech offisier yn it leger, sa allinne op mars wie, sûnder mannen noch wapens? David glimke freonlik. ‘It is ek frjemd’, sei er, ‘mar de kening hat my útstjûrd mei in boadskip dat nimmen witte mei. Sadwaende bin ik tige hastich fuortrekke, mar ik bin net aïlinne, myn feinten wachtsje bûten. Mar soene jo nou net hwat iten hawwe, fiif breaën is al genôch, of hwat der oars mar is?’

De hegepreester skodholle. ‘Ik ha suver neat by de hân, mar hjir is wol hillich brea, dat yn 'e tabernakel stien hat, en dat allinne preesters ite meije. Mar om't it in saek fan 'e kening is en om't ik jo ken, sil ik de breaën jaen, tominsten as jou feinten net ûnrein binne, foar de wet’. Dat wie wol yn oarder, sei David. En nou hie er noch hwat. Wie hjir by it godshûs net in spear of in swurd, dat er meikrije koe? Hwant hja hiene it net iens oan tiid hawn om de wapens om to hingjen, sa hie de kening har fuortdreaun.

En wer woe de hegepreester helpe. ‘It swurd fan Goliath, dy't jo forslein hawwe, sjoch dat is hjir, biwuolle yn in doek; nim dat mar, hwant in oar swurd is hjir net’. David naem it tankber oan. As it der op oankaem wie it sines en better wie der yn hiele Israël net.

En sa flechten se doe wer fierder, in pear dagen lang, mei de seine fan Achimélech en it swurd fan 'e Filistyn. Hwat wie der al wer hwat bard sûnt er mei ditselde wapen dy reus de kop ôfsloech! Doe wie Saul wakker wiis mei him en nou wie er in swalker, in man dêr't gjin plak mear foar wie yn Israël! Doe woe hiele Israël him wol op 'e hannen drage en nou moast er Gods hegepreester forlige om oan iten to kommen. As Saul it nou mar net op Achimélech forhelle. Hy wie der neat to goed ta en hy leaude fêst, dat er dêr yn 'e tabernakel in tsjinner fan Saul sjoen hie, Doëg, de Edomyt. As dy it forklapte - en dat soe er wis dwaen! - dan telde er neat mear foar it libben fan 'e preesters. Mar der wie nou neat mear oan to dwaen. Underweis hiene se noch ris goed bipraet hwêr't se hinne soene. It koe net oars, hja moasten oer de grins; yn Juda wiene se nearne feilich. It bêste soe noch wêze, dat hja nei it lân fan 'e Filistinen trieken, nei de stêd fan Gath. Hy hie fakernôch tsjin 'e Filistinen fochten en hja soene

wis net wiis mei him wêze, mar der wie in kâns dat hja him ûnderdak jaen soene, om't er in fijân wie fan Saul. Dy ûnbisnienen soene it wol moai fine dat hy en Saul ûnienichheit hiene: hoe mear't Israël fordield wie, hoe makliker hja it wer yn 'e macht krije koene. Mar fansels soe er him noait brûke litte om tsjin syn eigen folk to striden.

Hja kamen to Gath oan en meldden har by de kening, Achis. Doe't David syn namme sei en it doel fan 'e reis, waerd er daliks ûntfongen. Achis moast der ynwindich om laitsje. Dus sa fier wie it al, dat dy David, de man dy't doe Goliath forslein hie, gjin plak mear hie yn syn lân! Fansels net! Dy jonge, dryste David woe kening wurde en Saul soe alles op alles sette om dat to kearen. En nou wie David sa forgrime op Saul, dat er syn taflecht naem yn it Filistynske lân en biddele om 'e gunst fan syn eardere fijannen. It like him noch net ien-

Jonathan riisde oerein en roun de doar út.

ris sa min ta! Hy koe dy David wol brûke yn 'e striid tsjin Saul en dan wie dy dryste jonge fjochter mei-iens út 'e gunst by syn eigen folk. In prachtige grap soe dat wurde: deselde David dy't Goliath forsloech yn 'e Ike-delling, soe mei Achis syn mannen optsjen tsjin Israël; de kampfjochter fan 'e Filistinen hie er slein en sels soe er syn wurk oernimme! It moast altyd wêze!

Mar de tsjinstfeinten fan 'e kening tochten der hwat oars oer. ‘Dy Hébréër’, seine se, ‘moat stjerre. Dat is ommers dyselde David dêr't doe de fammen fan songen: Saul hat syn tûzenen forslein, mar David syn tsientûzenenl Dy man is de takomstige kening fan Israël; lit ús him deadzje en dan folget Saul fansels’. En hwat Achis der ek tsjin ynlei, hja lieten har net fan it stik bringe: David moast dea.

Kening Achis foun it in domme set fan syn feinten, mar hy koe syn sin net trochsette as hja der allegearre tsjin wiene. Hy soe wachtsje en it jitris oansjen; miskien dat hja letter ta oar ynsjoch kamen. En yn elk gefal soe er goed op David tasjen.

Doe't David fornaem dat de tsjinners fan Achis him mei alle gewelt dea ha woene, sloech de skrik him om it hert. De kening wie him genegen, safolle hie er wol murken, mar hwat joech dat as er alle oaren tsjin him hie? De iene of oare kear hellen se Achis oer en dan sloegen se him dea! Hy hie hjir net komme moatte, yn it hol fan 'e liuw. En der wie mar ien middel om it faeije libben to rêdden: hy moast beare dat er net goed mei de holle wie.

En dat die er doe. Nou kaem it him fan pas dat er sa faek by Saul west hie, as dy in oanfal hie. Dagen lang spile er syn rol. As in razende stelde er him oan, hy fleach by de doarren op en wosk him net mear; yn syn forwyldere burd liet er de flibe rinne. De feinten fan Achis wiene har rie to'n ein. Hiene se him doe daliks mar fan kant makke, mar nou koe it net bêst mear: it bringt ûnheil oan as men in dwylsinnige deadet.

Achis lake fyntsjes. Dy tsjinners fan him dat dy sa ûnnoazel wiene! Fansels hie dy Hébréër syn forstân noch wol; hy stelde him allinne mar sa gek oan om los to kommen. En hy soe him loslitte! Hy soe wier Saul net fan tsjinst wêze en meitsje syn fijân David dea! Dy twa koene elkoar noch hiel hwat ôfbrek dwaen en de winst soe foar de Filistinen wêze.

Hy rôp syn feinten. ‘Dus’, sei er spotsk, ‘jin hawwe my in dwylsinnige brocht om foar my to dwyljen? Bring him fuort: ik haw wier gjin forlet fan gekken: ik haw oan jimme al genôch’. En doe't hja him fuortbrochten lake er. Dit hie er handich dien, al sei er it sels. En dy lêste set, dêr koene se it mei dwaen, de hovelingen.

Jierren letter, doe't dyselde David kening wie oer hiel Israël en Achis fan Gath syn fazal, soe er jitris om dizze dei tinke!

David wie bliid dat er ûntkommen wie. It hie op it kantsje west en hy bleau nou yn Juda, yn in plak dat Adullam hiet. Dêr kamen doe syn bruorren by him en in heap oar folk: allegearre mannen dy't hwat mei Saul hawn hiene of dy't hwat misdien hiene. Op it lêst hie er sa'n fjouwerhûndert man by him en fan dy binde waerd hy de oanfierder.

Sels syn heit en mem wiene net feilich mear foar Saul en dêrom brocht er de âlde minsken nei it lân fan Moab. De kening fan Moab soe sels om har tinke. Hy woe David en syn mannen der ek wol hâlde, mar op it wurd fan in profeet gyngen se werom nei Juda en legeren har yn it wâld fan Heareth.

Preestermoart

IT WIE RJOCHTDEI TO GIBEÄ, YN 'E keningsstêd. Op in heuvel, yn it skaed fan in tamarisk, siet Saul op syn hege stoel en om him hinne stiene syn soldaten en syn riedslju. De iene nei de oare kaem en gyng en doe't der gjin-ien mear wie, dy't in klacht hie tsjin syn neiste, siet de kening somber foar him út to sjen. Hwat joech it dat er trou syn keningswurk die, dat er it rjocht bistelde yn Israël, as de iene of oare dei dy soan fan Isaï kaem en him fan 'e troan staette? Hwat holp it, dat in rounte fan moedige mannen om him hinne stie, as hja it yn har hert mei David hâldden? Mar wie it wûnder dat syn tsjinners ûntrou waerden, as sels syn bloedeigen soan dy David foarspriek en in forboun mei him makke?

En bitter sei er: ‘Harkje nei my, jimme mannen fan Benjamin. Hwerom hâlde jim it dochs mei David, dy man fan Juda? As hy kening waerd, soe er jim dan ek wynbergen jaen en fé en ekers, lyk as ik dien haw, nei't ik de Gibeoniten sloech? Soe er net folle mear om syn Judeërs tinke en soe er jimme net foarbyparte? Mar hwerom helpe jim my dan net om him to fangen en werom hat gjin ien my forteld dat myn soan Jonathan in forboun mei him hat en stokelet tsjin my?

Net ien fan 'e feinten die in mûle iepen; net ien fan 'e soldaten die in stap nei foaren. Hja hiene altyd trouwe tsjinners west fan kening Saul en mannich kear wiene se mei him optein tsjin de fijân, mar syn bline haet tsjin David, dat koene se dochs net goedkrije. It wie net wier dat David tsjin de kening opstie, noait hie er Saul in wurd missein en dat er freon wie mei Jonathan, dat wie dochs fêst gjin kwea? Hoe faek hie er net de Filistinen forslein en dat er doe dy deis to Socho dy kampfjochter deade hie, wie dat net in great ding? Né, hja woene alles foar Saul dwaen, mar dit iene net! En stil en swijend stiene se om har sombere kening.

En doe ynienen roun der dochs ien út 'e rige en bûgde foar Saul: Doëch, de Edomyt, dy't yn it leger tsjinne. ‘Myn hear’, sei er fluensk, ‘ik kin Jo net sizze hwêr't David is, mar ik haw him sjoen, de deis dat er flechte foar jins antlit. Ik wie doe krekt to Nob, yn 'e preesterstêd, dêr't de tabernakel stiet en ik seach dat er by Achimélech, de hegepreester kaem. It tocht net oars, as dy soe him fuortstjûre, hwant it foeget in preester net, om him ôf to jaen mei in man, dy't tsjin syn kening opstiet. Mar ynpleats kaem Achimélech him bûgjend yn 'e mjitte en spriek mei him: myn eigen eagen hawwe it sjoen, dat er him brea joech en it swurd fan Goliath en dat er foar him de Heare bifrege’.

Saul siet dea-stil, salang't de falske Doëch spriek; mar syn gesicht waerd wyt fan lilkens en de spear, dy't er yn 'e fûst hie, trille. Hy hie it wol tocht: it wie net allinne syn soan, dy't mei de Judeër gearspande, mar ek dat preester-folk dêr to Nob wie mei yn it klomplotl En dat hja dy rebel mei brea en wapens holpen, dat wie it slimste noch net iens, mar dat hja de Heare foar him fregen... Allinne de kening hie it rjocht om in Godsspraek to easkjen mei Urim en Thummim; dat Achimélech dat foar David dien hie, wie in klear biwiis, dat er him nou al as kening huldige. Alles wie ommers tsjin him: syn eigen soan, syn feinten en nou ek noch dy preesters to Nob. Hwa soe it oait tocht ha: it forrie ûnder de wite preesterrôk. Mar hy, kening Saul, hy soe rjochtdei hâlde! ‘Rop Achimélech’, sei er strang, ‘him en alle preesters dy't ûnder him stean’.

It wie in lange reis, fan Gibeä nei de preesterstêd mar noch dyselde oerdeis stiene se foar him, fiif en tachtich man dy't yn it preester-amt stiene. Strang en somber siet de kening dêr; yn syn donkere eagen gloeide de hate. En foar him, earnstich en swijend, stiene de preesters en seagen nei him op. Hja wisten dat it hjoed om har libben gyng.

‘Harkje dochs, Achimélech, dû soan fan Ahitub’.

De hegepreester bûgde nei de groun; doe riisde er oerein en seach de kening oan. ‘Sjoch, hjir bin ik, myn hear’.

Saul syn lûd wie heas fan fûle haet, doe't er sei: ‘Hwerom hawwe jimme dêr to Nob tsjin my gearspand, dû en de soan fan Isaï, mei him brea en in swurd to jaen en God foar him to bifreegjen, dat er my leagen lizze en tsjin my opstean soe, lyk as it hjoed-de-dei giet?’

Achimélech seach oan alles wol, dat de kening dochs gjin reden forstean woe. Dit wie syn lêste ûre, mar hy soe net smeekje om syn libben en noait, noait soe er skuld bikenne foar in ding dat er net dien hie. Saul koe him deazje, hy hie de macht, mar syn feinten soene witte, dat er ûnskuldich stoar.

Hy antwurde: ‘Lit de kening ús dochs gjin ding bylizze, dêr't wy gjin skuld oan hawwe. Hwant it is wier dat ik David holpen haw mei brea en in swurd, mar ik miende dat er noch yn jins tsjinst wie en dat er foar Jo op reis wie! Ik koe net witte dat er flechte foar jins antlit; as ik dat witten hie, soe ik it net dien hawwe. Mar ik tocht dat David de trouste fan al jins feinten wie, jins skoansoan, de oerste fan 'e liifwacht en de eare fan jins hûs. Omdat ik tocht dat it foar de kening gyng, dêrom haw ik him geriifd mei spize en wapens en dêrom haw ik foar him de Heare frege. En

it is net de earste kear dat ik dat die, lyk as jo sels witte'.

De feinten seagen nei de forgrime kening. Hwat soe er nou sizze? Elk koe sjen dat Achimélech de wierheit spriek en dat er ûnskuldich wie. En kening Saul fielde wol dat er neat tsjin de wurden fan 'e preester ynlizze koe; hy bisocht it ek net iens. Mar dochs woe er net wêze, dat er mis west hie. Achimélech moast stjerre en alle preesters mei him. David koe er net krije, nou soe er syn gleone grime kuolje op dizze mannen. Hwat kaem it der op oan dat hja ûnskuldich wiene, dat hja fan neat wisten, de deis dat David kaem? Noait soe in preester fan Nob wer de efod omslaen en de Heare bifreegje foar dy soan fan Isaï; noait soe dy David wer in godswurd krije mei de wûnderstiennen. Al soe der gjin preester mear oerbliuwe, al soe de tabernakel ticht, al soe it offer ophâlde - hja moasten stjerre. En lûd en driigjend sei er: Achimélech, dû silst de dea stjerre, dû en dyn heite hiele hûs.'

Hy wonk syn soldaten. 'Fal op har oan en deadzje se, hwant hoewol't hja wisten dat David op 'e flecht wie, hawwe se my net sein hwer't er wie'. Der foel in swiere stilte. De wyn rissele yn it blêd fan 'e tamarisk. Fan al dy soldaten wie der net ien dy't in foet forsette. Noch noait hiene se in gebot fan 'e kening oertrêdde, noait hiene se wifke as Saul har oanfierde tsjin 'e fijân, mar dit diene se net. Dit koene se net dwaen: dy't de hân oan Gods preesters slacht, dy hellet in flok oer him.

En noch liet Saul it der net by sitte. It wie oft nou de duvel him alhiel yn 'e macht hie. Syn eigen soldaten woene net, dan soe Doëch, de Edomyt, it dwaen. 'Kom dû en fal de preesters oan'. Doëch sprong nei foaren. Hy lake wreed; yn syn brune kop blonken de wite tosken. Hy hate dy fromme preesters en it wie him in geniet, har to deadzjen. Mei eigen hân stiek er se dea, alle fiif en tachtich. En wilens siet Saul op syn stoel en seach it oan, hoe't dy wylde heiden to kear gyng tsjin Gods fromme feinten. It spiet him net! God hie him forwurpen, en noait soe Achimélech wer in Godswurd krije foar dy Judeër! Noait wer. Doe't de fiif-en-tachtich preesters dea oer de groun leine, wie Saul syn grime noch net bidarre. Hy stjûrde Doëch en syn mannen nei Nob en yn it lytse stedtsje op 'e heuvel banden se alles dat libbe: man en frou, jonges en famkes, oksen en ezels, alle skiep en geiten. Doe't hja dy jouns nei hûs ta teagen wie Nob in deade stêd en stie it hûs fan God forlitten. Gjin preester heve mear de hannen nei God omheech, gjin alter rikke mear, yn it hillige baernde net langer de lamp fan God.

Mar de Heare yn 'e himel hie alles sjoen en, lûder noch as ienris it bloed fan Abel, rôp it bloed fan syn wijde preesters om wraek. Ien kear soe God it kwea fan dizze dei bisykje oan Saul en syn hûs. En noait koe Israëls kening dizze moart wer forjitte noait spriek de Heare mear ta him, noait hie in profeet mear in Godswurd foar him. Der hie in tiid west, yn it earst fan syn keniijgskip, dat de geast des Heare oer him kaem, nou wie it oft alle kweageasten him rieden en him nei de ûndergong fierden.

Letter hearde er dat al dat ûnskuldich bloed om 'e nocht forgetten wie. Hy hie de preesters deadzje litten om't er net woe dat David de Heare bifrege mei Urim en Thummin - nou krige David de efod en de orakelstiennen dochs noch! Ien fan Achimélech, s soannen, Abjathar, wie ûntkommen en hie de skoudermantel mei de beide stiennen meinommen nei Kehila, dêr't David doe ta hâldde. En noch hie Saul gjin birou oer syn swiere sûnde; it makke syn grime allinne mar greater. Nou wist er fêst dat de Heare him forwurpen hie en dat dy soan fan Isaï op 'e troan fan Israël

woe. Mar hy, Saul, wie der ek noch! En as er him ien kear yn hannen krige, dan soe er in wrede dea stjerre...

De jager en it wyld

NET LANG NEI DY MOART OP 'e preesters des Heare, waerd it Saul oanbrocht dat David to Kehila wie, in stêd yn it suden fan Juda. De Filistinen hiene wer ris in binde oer de grinzen fan Juda stjûrd, mar krekt doe't hja dwaende wiene de terskflieren yn 'e stêd to plonderjen, wie David mei syn mannen delkommen en hie de stêd forlost. Gjin wûnder dat de boargers fan Kehila tankber wiene

en de oerwinners ynhelle hiene. Dat sa wie it kommen dat David, nei al syn swalkjen, wer in stêd ta syn foldwaen hie en in dak boppe de holle. It wie allinne mar spitich, dat it sa koart duorre.

Doe't Saul hearde dat syn fijân yn in stêd mei muorren en poarten tahâldde, liet er der gjin gêrs oer groeije en triek er fuortdaliks mei in leger it suden yn. Salang't David yn it berchlân fan Juda omswalke wie it ûnmûglik om him to finen, mar nou soe it dan wêze; yn in stêd koene se him bisingelje en wie der gjin kâns dat er ûntkaem. It kaem net ienris by Saul op, dat er der kwea oan die. Hoe soe er nammers David sparje, nou't er krekt in stêd fol preesters útroege hie?

Yn Kehila fornamen se al gau hwat kening Saul fan doel wie en David liet yn him omgean hwat er nou dwaen moast. Soe er him opslute litte yn 'e stêd en de striid oangean mei de trije tûzen soldaten fan 'e kening? Hy doast it wol oan, mar dan moast er wissichheit hawwe dat de boargers fan Kehila him net forriede soene. En as it der op oan kaem woe er ek leaver net tsjin syn eigen kening - hwant dat wie Saul dochs altyd noch! - en tsjin syn eigen folk fjochtsje. Mar mocht er de mannen fan Kehila oan har needlot oerlitte? As Saul nou mei Kehila ris die, hwat er mei Nob dien hie, hoe kaem it dan? Kaem dan it bloed fan al dy minsken net op syn holle del? Hy wist net hoe't er soe; hy seach oars gjin útwei as dat er God bifrege. Nou kaem it goed út, dat er Abjathar by him hie.

De preester sloech de skoudermantel om en David bea ynmoedich ta de Heare. ‘O Heare, God fan Israël’, smeke er, ‘ik haw heard dat Saul nei Kehila driget to kommen. Doch it my dochs to witten Heare: sil er komme?’ Doe stiek Abjathar de hân yn 'e tas mei de hillige stiennen en lies it antwurd des Heare: ‘Ja, hy sil delkomme’. En jitris die David in fraech: ‘Sille de mannen fan Kehila my helpe, of sille se my oerleverje yn 'e hân fan Saul?’ De Heare antwurde: ‘Hja sille dy net helpe, mar hja sille dy oerjaen’.

Nou wist David dan hwer't er him oan to hâlden hie. Yn syn hert hie er it ek wol tocht. De âldsten fan Kehila doarsten it net tsjin Saul yn 'e kant sette. Hwat moasten se bigjinne tsjin in kening dy't mei sok in leger op har ta kaem? En dy seis hûndert rûge mannen yn 'e stêd, al wiene it dan har bifrijers, dat foel op 'en dûr ek net ta! Hja koene dochs har libben en har guod der net by opsette om David to helpen? Dat hja gaspen op 'e nij de mulriem om en trieken de stêd út, it wylde berchlân yn. It hie in koarte freugde west, dêr to Kehila. In stêd, in hûs, in feilich dak - it wie to moai foar sokke rûge swalkers. In tintekamp, earne yn it lij fan in heuvel, in dampe, donkere spelonk, dàt wie har foech. Farwol, Kehila...

Noch ear't Saul oan 'e stêd ta wie, brochten se him de tynge dat David der al net mear wie. It muoide him, mar der wie neat oan to dwaen. Forgrime en bitter marsjaerde er mei syn mannen werom.

In skoft letter kamen der lju út 'e streek fan Sif en fortelden him dat David syn kamp opset hie yn har kriten en dat hja genegen wiene om de kening to helpen. Hja woene dy binde wol slite út har lân: sok folk wie noait to fortrouwen by skuorren en keppels. Saul wie tige bliid. Nou krige er help dêr't er it net forwachte hie. En tsjin 'e mannen fan Sif sei er: ‘Seinge meije jim wêze fan 'e Heare, dat it jimme om my bigreate hat. Gean hinne, foar myn leger út en gean David syn wegen nei; sjoch goed ta hwêr't er lâns giet en hwêr't er syn skûlplak hat en oft er wachten útset. En as er dan wier to

jimmes is, doch it my dan to witten en ik sil komme en him opspoare, sels al moast ik hiele Juda trochsykje!’

En fan nijs bigoun de grime jacht. De Sifiten makken gjin heal wurk en leine Saul krekt út hwêr't er wêze moast en Saul folge har oanwizingen trou. Mar elke kear as er David omtrint ynhelle hie, glûpte er him ûnder de hannen wei en koe de kening wer op 'e nij bigjinne. It waerden lange, swiere wiken foar David en syn mannen. Gjin dei wiene se feilich foar Saul syn spionnen, elke ûre moasten se op har iepenst wêze, alle nachten sliepten se mei it bleate swurd njonken har. Mar dei nei dei en nacht op nacht kaem Saul tichterby.

It wie op in dei dat de beide legers flak byinoar wiene, David mei syn mannen oan 'e iene kant fan in berch en Saul oan 'e oare. Krekt to let murk David it driigjend

gefaer: doe't hja út 'er haest fuort soene, it fjild yn, hiene Sauls mannen alle wegen al biset. Dus dit wie de ein! Hja wiene bisingele. As it de Filistinen west hiene dy't him sa yn 'e macht hiene, dan hie David him wis net lang biret; dan hiene se har mei it swurd yn 'e fûst troch de fijân hinne slein. Nou wist er it net. Mocht er wol fjochtsje? By alle ûnrjocht dat Saul him oandien hie, wie er dochs syn kening noch en des Heare salvling. En as er him oerjoech koe God him ek noch wol sparje. Sa stie er tusken syn mannen yn, dy't wachten op syn wurd.

Doe ynienen hearde er yn it leger fan Saul de bazunen klinken. Hy seach syn mannen oan. Hwat barde der nou? Dit wie, o wûnder, net it signael ta de oanfal, mar ta de ôftocht. En koart dêrnei seagen se hoe't it leger op mars gyng, it noarden yn, de kant op nei hûs. Hja wiene frij! En fan blydskip sprongen en dounsen se, dy rûge keardels en swaeiden de blanke wapens; doe joegen se har del en ieten en dronken. Yn gjin tiden hie it har sa goed smakke. Mar dy jouns, nei dat earste blide miel, socht David in stil plakje en song er in liet, in psalm fan forlossing en tank.

Folle letter hearden se hoe't it kaem dat Saul sa hastich werom moast. In boade hie him tiding brocht dat in binde Filistinen yn Benjamin fallen wie. Dus dizze kear hiene de Filistinen him it libben rêdden. Sa koe men it neame. Mar David wist dat de Heare alles sa bistjûrd hie: de God fan Israël hie in wûnder dien...

De salvling des Heare

IT SOE GJIN WÛNDER WEST HA AS David de kening, dy't him altyd wer forfolge en op it libben gie, bitter hate hie, mar it wie sa net. Soms koe er der sels net by, hoe't it sa kaem, mar hy koe net lilk op Saul bliuwe; hy moast altyd wer tinke oan dy earste kear dat er him sjoen hie, yn it kamp to Socho, doe't er sa freonlik wie en sa'n noed foar him stie, dat er him klaeide yn syn harnas. Yn it earst hie er folle fan Saul hâlden en koene se bêst meiïnoar. Hoe faek hiene se net njonken inoar fochten tsjin de Filistinen en yn 'e foarste rige stien. Letter wie Saul hiel oars wurden, somber en bitter en mear as ienris hie er him nei it libben tinge, mar it bigreate him mear, as er dat lilk op him waerd. En dan, al hie Saul him ûnrjocht dien, hy wie dochs altyd syn kening noch, en de salving des Heare. Noait soe er de hân tsjin him opheevje doare en him deadje. Ien kear soe God him roppe ta it keningskip en him op 'e troan fan Israël sette, mar sa lang soe er tiid dwaen en geduldich wêze.

It wie net lang nei dy wûndere útrêdding dat David wer flechtsje moast: Saul kaem him wer efternei mei trije tûzen man en roun op him yn 'e woastenije fan Engedi. Op in kear sieten David en syn mannen yn in greate spelonk, doe't it leger fan Saul foarby marsjearde; hja hearden it slurkjen fan al dy fuotten en de stimmen fan 'e offisieren dy't de wurge soldaten oandreauwen. Hja bleauwen dea-stil sitten; it minste lûd koe har forriede, nou't de fijân sa tichteby wie. Net dat hja bang wiene: Saul koe net witte dat hja hjir sieten en de yngong fan 'e spelonk wie mar smel, net folle mear as in donker gat yn 'e hege rots.

En doe ynienen waerden se kjel. Foar de iepening fan doe spelonk stie in man, heech en breed, en dûkte nei binnen; hja hiene oars net sjoen as syn stal foar de ljochte iepening, mar hja wisten it: dit is Saul sels. As er nou yn 'e spelonk op gyng, moast er har fine en koene se gjin kant út. En dermei seagen se dat de kening net fierder kaem, mar by de útgong sitten bleau. Nou bigriepen se hwat er dêr die en

hwerom't er allinne wie: hy moast hwat dwaen dêr't gjinien hwat mei nedich hie en om't er de kening wie, siet er leaver net oan 'e kant fan 'e wei, lyk as rûge soldaten dat dogge. In pear fan David syn mannen, dy't flak by him sieten, bûgden nei him ta. ‘Dit is jins kâns’, flústeren se, ‘de Heare hat him yn jins hân jown; gean nou hinne en deadje him.’ David skodholle. Hy koe him skoan bigripe dat hja it seine en dat hja Saul haten, mar hy mocht it net dwaen. ‘Dêr mei de Heare my foar biwarje, dat ik de hannen útslaen soe nei de salving des Heare, nei myn kening en hearl’ Hja seine neat mear, mar hy fielde dat hja it

kwea ôfnamen. Tochten se miskien dat er net doarst?

Hy glimke yn it donker en krûpte hoeden nei de yngong. Flak by Saul lei er. Dy siet noch altyd roungear en de wide mantel laei útspraet oer de groun. Hy hâldde de siken yn en taestte nei de dolk. Mei ien feech fan it skerpe wapen snie er in stik fan 'e keningsmantel. Saul hie neat fornommen. Noch mar krekt wie David wer by syn mannen, doe riisde er oerein en gyng nei bûten. It leger wie al foarby. Mei syn lange skonken soe er se wol gau wer ynhelje.

Doe fleach it David oan: hie er der wol goed oan dien? Mocht er syn kening dizze skande oandwaen? It koe nou net mear oars, mar hy soe it sizze. Saul soe net, sûnder dat er it wist, sa by syn soldaten komme. Mei in pear flugge stappen wie er bûten. ‘Myn hear de kening’, rôp er lûd. Saul seach om. En tagelyk liet David him falle en bûgde de holle oan 'e groun. En hastich, ear't Saul fuortkomme koe, bigoun er to roppen: ‘Hwerom, o kening, harkje jo altyd wer nei minsken dy't kwea fan my sprekke? Hwerom jeije jo aloan wer achter my oan, en sykje jo my to deadzjen? Sjoch, hjoed hie de Heare jo yn myn hân jown, hwant niist, doe't jo de fuotten dieken yn 'e spelonk, wie ik deun by jo mar ik ha jo neat dien, hwant ik sil noait myn hannen útstekke nei hwa't des Heare salvling is. En mochten jo it net leauwe wolle hwat ik siz: sjoch dan nei jins mantel, o kening, en jo sille witte dat ik tichtemôch by wie om jo de dolk yn it hert to stjitten.’

Kjel taestte Saul nei syn mantel en it wie oft it hert him stil stean bleau. It wie al wier: hy wie flak by him west, dêr yn dy tsjustere grot, dy soan fan Isaï. Hoe koe it? Men hie jins bitterste fijân yn 'e macht en soe him dan goede wegen gean litte? Hysels soe it oars dien hawwe, dat wist er wol, Mar dan wie David better as hy En biskamme hearde er nei hwat dy noch mear to sizzen hie: ‘Biken en sjoch dan, dat der yn myn hân gjin kwea noch oertrêdding is, en dat ik net tsjin jo sûndige haw, alhoewol't jo my op it libben geane. De Heare sil rjochtsje tusken jo en my, en de Heare sil my wreke oan jo. Ja, Hy mei tasjen en pleitsje myn pleit en doch my rjocht tsjin jins hân.’

En dy wurden fan David rekken de kening rjocht yn it hert. De triennen kamen him yn 'e eagen en it wie oft alle hate en oergunst sa mar by him wei foelen. Net mear as in fijân seach er David nou, mar as in man dy't better wie as hysels. En net allinne dat er it sa fielde,mar hy woe it ek earlik sizze. En skriemend rôp er: ‘Is dat dyn stimme, myn soan David? Wolstû noch prate tsjin my, nou't ik dy sa lang en sa wreed forfolge haw? Dû bist rjochtfeardiger as ik, hwant dû hast my goed forjilde, alhoewol't ik dy kwea dien haw. De Heare mei dy goed dwaen, lyk astû dyn fijân goed dien hast. En nou - ik wit ek wol dat de Heare dy sparje sil en datstû kening wurde silst. Swar my dan datstû myn bern net útroegje silst en myn namme net fordylgje út myn heite hûs’.

Fansels woe David dat wol swarre. Hwat yn oare lannen wol barde, dat in nije kening de hiele famylje fan syn foargonger útroege, dat soe hy noait dwaen. Ut Gods eigen hân soe er ienris it keningskip ûntfange, mar net troch de wei fan moart en gewelt. Hy heve de hân omheech en swarde. Doe groeten se elkoar, de kening en de swalker, en gyngen elk syn wegen. David wie bliid en tankber dat alles sa gien wie en dat er noch ienkear deselde golle Saul fan alearen sjoen hie. Mar tagelyk wist er ek, dat it sa net lang duorje koe en dat Saul him miskien al gau wer sykje soe.

Nei dizze earste kear yn 'e woastenije fan Engedi, hat David letter noch in kear it libben fan Saul sparre.

Op in dei, doe't de grime fan 'e kening op 'e nij oplôge tsjin David, teach er wer mei syn trije tûzen helten út om him to sykjen en to deadzjen. Dat er doe to Engedi sa freonlik mei David sprutsen hie en dat er doe fêst Ieaude dat David kening wurde soe, dêr woe er nou mar leaver net oan tinke. Hy die al syn bêst om David to finen yn 'e woastine Sif, mar hoewol't de Sifiten him holpen, foun er him net. Op in dei sette er syn legerkamp op op 'e hichte fan Hachila en wachte dêr op neijer birjocht fan syn spionnen.

David lykwols siet ek net stil en al gau fornaem er dat Saul in kamp hie op Hachila, dat syn tint yn it midden stie en dat it folk om him hinne legere wie. It wie

oft Saul tocht hie: Ien kear hat David by my west, doe't ik allinne yn 'e spelonk wie, nou leit de hiele kriichsmacht om my hinne en kriget er de kâns net wer! En dêrom krekt krige David der sin oan om jitris nei Saul ta hy soe him sjen litte, dat er him sa ek noch wol binei komme koe. Hy birette him net lang; deselde jouns noch frege er hwa't mei him nei it kamp ta doarst. In jonge man, Abisaï, de soan fan David syn suster Seruja, joech him op en togearre setten se ôf, doe't it tsjuster wie.

Hja wiene beide net bang en moedich setten se de stap der yn. David hie soms fan dy oankomsten, dan moast er it iene of oare dryste stik úthelje, dan skromme er neat en weage er alles. Syn omkesizzer Abisaï wie like moedich, mar rûger en wreder. Doe't hja ticht by Hachila kamen, glûpten se hoeden fierder en flak by de bûtenste tinterige leine se in skoft to harkjen. It wie dea-stil yn it kamp en gjin skyldwacht steurde har. Doe krûpten se stadich fierder, tusken de tinten troch nei it midden fan it kamp. De greate keningstint koene se der maklik út en dêr njonken wie de tinte fan Abner, de kriichsoerste. It wie noch stil. Gjin ien fan al dy soldaten om har hinne waerd wekker. Doe tilden se dryst it tintekleed omheech en krûpten der yn. Njonken Saul stie de wetterkrûk en oan syn hollenein wie de keningsspear yn 'e groun stutsen.

Doe koe Abisaï him net langer ynhâlde. David woe fansels syn hannen net nei Saul útstekke, mar dat hoegde ek net; hy, Abisaï, koe it wol dwaen. En sunich flústere er: ‘De Heare sels jowt him yn jins hân: lit my him nou deadstikke. Gjin ien hoecht it to hearren; ik stek him yn ien kear fêst oan 'e groun en hy kriget gjin tiid to roppen’. Abisaï syn hân rikte al nei de spear. David lei de hân op syn earm. ‘Ik forbied it’, sei er strang en sa sunich as er koe. ‘De Heare sels sil him straffe, mar wy meije it net dwaen. Mar lit ús de spear en de wetterkrûk nimme, dan kinne se tominsten sjen dat wy hjir west ha’.

Tusken de tinten troch gyngen se werom En wer waerd fan hiel dat greate leger gjin ien wekker en feilich slaggen se út it kamp en de heuvel ôf. It wie dochs in forromming dat alle gefaer nou oer wie; dat hja wer rjocht op rinne koene en dat hja net mear bang hoegden to wêzen foar in soldaet dy't wekker wurde koe.

De moarns, doe't de sinne opkaem en de mannen fan Saul út 'e tinten kamen, stie David op in oare heuvel, flak by Hachila. Hy woe noch ien kear mei Saul prate, mar hy paste wol op, dat er net to ticht by kaem Oer de smelle delling hinne koe er Saul wol biroppe en ear't de mannen fan 'e kening de hichte ôf wiene en oan 'e oare kant wer omheech, koe er al lang fuort wêze tusken de rotsen.

Hy sette de hannen foar de mûle en rôp: ‘Abner, Abnerl Sille jo noait antwurdzje, Abner?’ Hy hoegde net lang op antwurd to wachtsjen. Troch de stille, hoare moarn bearde in swier lûd: ‘Hjir bin ik, mar hwa bistû, dy't de kening steurt yn 'e iere moarn?’

David neamde syn namme net. ‘Ik tocht’, raesde er, ‘dat Abner in man wie. Mar kinne jo gjin better wacht hâlde oer jins hear, de kening? Jim hawwe de dea fortsjinne, Abner, jo en al dat soldatefolk, hwant mei syn allen hawwe jim noch net op 'e kening past. To-nacht is der ien fan úzes kommen en hat by de kening yn 'e tint west. Dat sjoch ris, Abner, hwêr't de spear fan 'e kening en syn wetterkrûk is’. Abner waerd kjel, doe't er Davids wurden hearde. Hy woe him al omkeare en ûndersyk dwaen; doe murk er dat de kening al njonken him stie. ‘Is dat dyn stim, myn soan David?’ rôp Saul. En wer frege David, lyk as de earste kear: ‘Hwat haw ik dochs dien, dat de kening my sa bitter forfolget? As de Heare jo tsjin my opset - goed, dan sil ik swije. Mar as der minsken tsjin my stokelje en my fordriuwe út it lân, dat ik gjin Israëlyt mear bliuwe kin, dan mei God har forflokke! En hwerom jaget de kening

my efternei? Hat men der oait fan heard dat in jager troch de heuvels draeft om ien patriis? Strûpt in soldaet it himd út om ien inkelde flie? Mar werom makket Israëls kening dan sa'n drokte om ien man?'

En wer wie kening Saul sa mar ynienen omkeard. 'Ik haw sûndige', rôp er, 'mar kom nou werom, myn soan David, hwant ik sil dy gjin mear kwea dwaen'. Fansels gyng David der net op yn. Hy koe Saul to goed om him wer yn syn hûs to weagjen: hjoed skriemde er gleone triennen en woe er alles wol bilove, moarn rieden de kwea-

geasten him en wie er ta alles yn steat. Dat David antwurde: ‘Né, o kening, it is better dat ik net wer mei jo gean, mar stjûr ien fan jins mannen om jins wetterkrûk en keningsspear. En, lyk as ik jo hjoed sparre haw, sa hoopje ik dat de Heare my sparje sil, de deis dat jo wer op my los komme’. En sa gyng David, nei dizze frjemde moeting, syn wegen wer. Hy soe wol net lang rêst krije, mar elke wike wie winst. En it spiet him net dat er de kening it libben sparre hie...

Nabal

YN 'E JIERREN DAT DAVID YN Juda swalke, barde it op in kear dat er syn kamp opsloech by it doarpke Karmel, alhiel yn it suden fan it lân. De boeren dêr to Karmel wiene neat net wiis mei seis hûndert sokke rûge gasten. Hja tochten net oars as David en syn mannen soene har skuorren neisjen en har lytsfé rôvje en hwat koene se der dan oan dwaen? Sok folk hie omaris de dolk dochs al tige los yn 'e gurdle.

Der wie foaral ien boer to Karmel, dy't it net op David stean hie. Net dat er sels sa'n bêsten-ien wie, hwant hy stie bikend as Nabal, ‘de Dwaes’ en dy namme hie er net om 'e nocht krige. Hy wie in hurd en grimitich man en droeg it hert tige heech; fan gjin-ien woe er rie oannimme en nimmen hoegde by him to kommen om help. Elk moast mar op him sels passe, sa tocht hy der oer en neffens dy lear hie er altyd libbe. En hy hie mar tige skoan buorke, al neamden se him dêr yn Karmel dan ek in dwaes; hy hie trije tûzen skiep en tûzen geiten en slaven navenant.

It wie neat gjin wûnder dat in man as Nabal neat fan David hawwe moast; hy hâldde net fan sokke mannen dy't hjoed hjir swalken en moarn wer earne oars en fan stellene stikken libben. Hwant hja makken him net wys, dat sa'n binde altyd earlyk troch de tiid kaem. It hiet dat dy David net oars koe en dat kening Saul him aloan achter siet; it soe sa wol wêze, mar dan hie er it der wis nei makke. Sa folle forstân as hy, Nabal, fan sòkke mannen hie, dan woe dy soan fan Isaï sels kening wurde en wie er neat oars as in rebel, in tsjinstfeint dy't it yn 'e kant sette tsjin syn hear. Hy hope mar dat Saul him gau to pakken krigel En doe fornijden syn feinten him dat David mei de boeren fan Karmel in soarte fan fordrach slute woe: hy en syn mannen soene neat fan har keppels rôvje en oppasse dat ek gjin oare rôvers har binei kamen en dan moasten de boeren him, by wize fan lean, elk jier hwat jaen fan har fé en fruchten. Nabal lake der hwat om. Dat moast der noch bykomme, dat er mei dy frjemde swalker in forboun oangean soe. It like wol oft dy David miende dat er nou al kening wie! De kening, dy hie rjocht op skatting, mar de earste de bêste binde-lieder net. Syn feinten moasten mar tsjin David sizze, dat har hear wol op syn eigen keppels passe koe en dat er gjin gedoente ha woe mei sok los folk.

Letter hearde er fan syn hoeders dat David syn mannen dochs op har pasten; hja trieken faek mei de keppels út en hâldden trou de wacht. Gjin rôver kaem dat jiers de keppel binei en gjin liuw of bear weage it om in bokje mei to slepen; noch noait hiene se sa'n goed jier hawn as nou't dy binde har biskerme. It wie Nabal wol goed; as dy David op syn have passe woe, mocht er syn gong gean - as er dan mar net miende dat er oait in bokje as lean barre soe. Syn folk krige op 'e tiid hwat har ta kaem, mar frjemd soe net mei syn fette bisten fuort gean! Hy hie destiids tsjin syn folk sein dat er gjin gedoente mei dy mannen ha woe en as hja dat net goed oerbrocht hiene, dan soe er it dy rôver-haedman sels noch wol ris oan it forstân bringe.

It waerd Maitiid, de koarte, oerdiedige Maitiid fan it Suderlân. Nei de stelpige foarjiersrein brûsde it gers út 'e groun en de greiden wiene bûnt fan blommen. It wie to moai om lang to duorjen, mar dizze inkelde wiken wie it feest en ieten de skiep en geiten har tsjûk en roun. Nou wie it ek de tiid om de skiep to skearen en it lange, sêfte hier fan 'e geiten to knippen. Ear't de gleone simmer kaem, moast alles út 'e wol wêze en Nabal syn skearders skrepten fan 'e iere moarn oant de lette joun. Trije tûzen skiep en tûzen geiten, dat liigde der net om, mar hja wiene machtich en op 'e

tiid wie alles birêdden. En doe joech Nabal syn boaden feest, in feest dat klonk as in klok en dêr't wiken neitiid noch oer praet wurde soe; sokke tiden wie er net stûf en dan waerd der net op in pear fette akiep sjoen of op in sek wyn mear of minder. De platte tafel, bûgden suver ûnder de goede spizen en de mânlju dy't bitsjinnen droegen mar oan. Op it skeardersfeest hoegde gjinien him to mijen en de boer sels paste ek op dat er syn part krige.

Doe't David hearde dat Nabal it skeardersfeest fierde, stjûrde er der daliks tsien man hinne. Hja hiene sa lang op Nabal syn fé en feinten past, dat hja dochs ek wol har part fan it feest fortsjinne hiene. Hy hie har wol neat tasein, mar nou't hja it wurk ienris dien hiene - op 'e gleone middei likegoed as yn 'e kâlde nachten - soe er har dochs fêst wol hwat gunne. Gjin boer koe sok in billik forsyk wegerje op it blide skeardersfeest!

De tsien jongkeardels gaspen de mantel op en setten moedich de stap nei Karmel. Hy gyng net foar in bêsten-ien, dy Nabal, mar hjoed koe er har net mei goed fatsoen fuortstjûre sûnder hwat slachte skiep en in pear sekken wyn. En dan soe er der in stikmannich ezels by dwaen moatte om it spul op to laden. Né, dizze mars soe fêst net om 'e nocht wêze.

Hja hearden út 'e fierte al it lûd fan 'e muzyk en rounen hurder. Doe't hja der wiene seagen se de tafel, yn it skaed fan beammen, it fleis, de steapels breaën, de goede wyn. Dit wie al oars as har sober miel yn it kamp. Mar as hja strak thús kamen mei de goede jeften fan Nabal, dan soene se it der ek fan nimme.

Doe bûgden se djip foar it fleurich selskip en de âldste fan 'e tsien, dy't it wurd dwaen moast, gyng op Nabal ta. Hy seach net botte fleurich, dy skieppe-boer, mar dat hindere neat, dêr koene se him wol foar. As er mar hwat misse woe, dan namen se dat grimitich gesicht der wol op ta. De jongeman stiek de hân omheech. ‘Frede sij jo en jins hûs sij frede en alles mei frede hawwe dat jowes is. En nou, sa seit jins freon David: Ik haw heard dat jo de skearders hawn ha en dat it feest is hjoed; nou hawwe jins mannen altyd by ús west en wy hawwe har noait ien kear lestich west en wy hawwe op har past, dat hja noait in bokje mist hawwe, al de tiid dat hja to Karmel wiene en dêrom is myn fraech: lit dizze tsien mannen gunst fine yn jins eagen en jow hwat fan it feest oan jins soan Qavid’. De jongfeint bûgde jitris en wachte; hy 'hie syn boadskip sein, nou wie it wurd oan Nabal.

Nabal naem de tiid om him to bitinken, ear't er hwat sei. Dus nou doarsten se dochs noch komme, dy bretale rekels, en freegje om syn spizen. Sok folk joech nou ek nearoe om. Hy hie fêst noch net dúdlikernoch sein dat er neat to meitsjen hie mei dy rebel út Bethlehem. Goed, dan soe er nou hjoed dúdlik wêze! En wylst it deastil waerd om 'e lange tafel, sei er, lûd en stadich: ‘Dus, David freget om in diel fan myn spizen? Mar ik soe freegje wolle: hwa is dochs dy David en hwa is dy soan fan 1saî? It binne langer allegearre feinten, dy't opsteane tsjin har hear. Soe ik dan myn brea en myn wetter en de skoandere skiep, dy't ik foar myn hoeders slachte haw, nimme en jow de mannen dêr't ik net fan wit hwer't hja weikomme?’ Doe griep er de beker dy't foar him stie en naem in machtige swolch. Hy hie it sein. It feest koe fierder gean. Dy tsien mannen hie er mei ôfdien.

Net ien fan 'e tsien sei in wurd werom. De hannen jûken har om dy houn fan in boer oer de spotske snút to slaen, mar hja hâldden har yn. Dit wie har saek net, dit gie

David oan. En David wie mânskernôch om rjochtdei to hâlden. Hja soene him de wurden fan Nabal oerbinge, krekt sa't er it makke hie; gjin noed dat hja wat forjitte soene! ‘Hwa is David en hwa is de soan fan Isaï...’ Noch noait hie in man yn Juda soks sizze doarst tsjin har hear. En as hja David goed koene, dan hie it ek de lêste kear west, dat Nabal soks sei...

Doe't hja werom kamen, mei lege hannen, stie it hiele kamp al op har to wachtsjen. Gjin feest joun? fregen al dy forhearde eagen. Wacht mar, miskien waerd it dochs noch feest fan nacht, mar dan oars as Nabal miende! Doe gyngen se op David ta en fortelden alles; neat hâldden se binefter. Hja seagen hoe't syn donkere eagen flammen, hoe't syn hannen trillen fan lilkens. ‘Om 'e nocht tink haw ik biskerme al hwat fan Nabal is’, sei er bitter, ‘en nou hat er my kwea foar goed forjilde. Ik

swar by de namme des Heare, dat ik alles fan Nabal útroegje sil, dat manlik is. Lit alle man it swurd omgurdzje en meitsje jim marsfeardichl'

Fuort letter setten se ôf, sa'n fjouwerhûndert man; de oaren bleauwen achter yn it kamp om de wacht to hâlden.

Mar wylst David en syn mannen op mars wiene nei Karmel en Nabal it skeardersfeest fierde, wie de frou fan Nabal al drok yn 'e skrep om har man to rêdden. Ien fan har feinten dy't alles heard hie, wie by har kommen en hie har it stik forteld. 'Nabal hat David op it djipst misledige', hie er sein, 'en it leit my by, dat wy it allegearre bilije moatte. Hwant dy mannen hawwe ús neat misdien, mar hja hawwe tige op ús past en as in feilige muorre wiene se om ús keppels, by dei en by nacht en nou sà, Mar ik doar der net mei jins man oer to prate, hwant hy is in dwaes en wol gjin reden forstean'.

Abigaïl, hwant sa wier har namme, wie in flinke frou, jong en kreas en mei in skoan forstân en hja like neat op har stûfe, noartske man. Hja bigriep daliks dat hja hwat dwaen moast, nou opslach, hwant David soe wis bloedich wraek nimme. Yn alle haest makke se twahûndert breaën ré en twa sekken wyn en fiif slachte skiep en fiif mjitten roastere nôt en doe noch hûndert rezinekoeken en twahûndert klompen figen en dat allegearre moasten har feinten op ezels lade en nei David bringe. Doe seale se har eigen ezel en rîed it fjild yn, de kant út nei it kamp. Hja leaude fêst, dat hja der net oan ta hoegde, mar dat David al ûnderweis wie.

It kaem ek sa út: yn in holle wei tusken de rotsen seach se him kommen oan it haed fan 'e binde. Sûnder bitinken liet se har fan 'e ezel glide en bûgde, de foarholle oan 'e groun. Doe roun se op David ta en ear't er hwat sizze koe, bigoun se to praten. Hja koe altyd har wurd wol dwaen, Abigaïl, mar noch noait hie se sa praet as nou, nou't it om har libben gyng en om har man en har folk. 'Myn hear', sei se, 'harkje dochs nei my, jins slavin. Ik wit dat myn man jo slim misledige hat, mar och mynhear, tsjoch it jo dochs net oan hwat Nabal sein hat, hwant sa't syn namme is sa is er sels; se neame him "Dwaes" en dwaesheit is by him en hy wit sels net hwat er seit. Mar ik nim syn skuld op my myn hear, hwant ik hie it keare moatten. Myn skuld is it, alhoewol, ik wie der net hy doe't jins boaden kamen. Mar nim nou dochs dit geskink út myn hannen oan, dat ik meinommen haw foar jins mannen en forjow dochs myn swiere skuld. Hwant it is net allinne om mysels dat ik as smekelinge kommen bin, mar ek om jo! Ik wit dat myn hear ienris as kening oer Israël stean sil en dat jo de oarloggen des Heare fierd hawwe en dat der fan jins libbensdagen gjin kwea by jo foun is. Mar nou hiene jo fan nacht ûnnedich bloed forjitte sillen en ik wit, dat de Heare my nei jo ta stjûrd hat om dat to kearen en dat Hy jo biwarre hat foar moart en dea-slach. Nammers, de Heare is altyd by jo en as der ea in man opstean sil om jo to deadzjen, mei dan jins siele biboun wêze yn it bondelstje fan 'e libbenen by God, mar mei Er de siele fan jins fijân fuortslingerje út 'e holte fan 'e slinger. En as de Heare jo ienkear woldwaen sil en jo forlosse en jo sette op 'e troan fan Israël, tink dan ek om my, jins slavin, en om hwat ik hjoed tsjin jo sein haw'.

David hoegde net lang oer de wurden fan Abigaïl nei to tinken. Hy wie hjir hinne reizge mei in hert fol wrok en hate, mar nou koe er net langer lilk mear wêze. Hwat koe him de hún fan Nabal skele, nou't er Abigaïl heard hie? Hy wie bliid dat er him net oan dy dwaes bisûndige hie, nou't er dizze wize frou sjoen hie. Nabal hie him wol swier misledige, mar hy wie noch gjin kening, dat er soks straffe mocht. En as

er al dy mânlju deade hie, dy't der gjin skuld mei oan hiene, dan hie er net better west as Saul, doe't er 'de preesters sloech. ‘Ik bin tige bliid dat jo kommen binne,’ sei er earnstich, ‘en my biwarre hawwe foar in greate sûnde. Hwant as jo net kommen wiene, sa wier as God libbet en sa wier as jo Iibje - der wie gjin ien fan Nabal syn mannen yn it libben bleaun. Dat gean nou jins wegen, der is gjin skuld mear en dit geskink dat jo brocht hawwe nim ik tankber oan’.

Doe't Abigaïl thûs kaem wie it noch allegearre feest en fleur, dat hja praette net iens mei har man. De oare deis, doe't er de roes ûtsliept hie, fortelde se him alles; hy waerd sa kjel dat er in biroerte krige en neat mear

sizze koe. Tsien lange dagen lei er foar dea en doe stoar er.

David wie bliid doe't it him forteld waerd. Hy tanke de Heare dat dy it sa bistjûrd hie, dat hy him net oan syn fijân bisûndige hie, mar dat de Heare sels rjochtdei hâlden hie oer Nabal. Dat men jins fijân leaf hawwe moat en dy't jin kwea dogge forjaen, dat wist David noch net. Der moasten noch ieuwen oer forrinne, ear't de greate Davidssoan komme soe om syn folk to learen dat men bidde moat foar hwa't jin ûnrjocht dogge...

In skoft letter kamen der wer boaden fan David yn it hûs dat fan Nabal west hie, mar dizze reis fregen se om mear as brea en wyn, om mear as skiep en ezels, hja fregen oft Abigaïl, de jonge widdou, mei David trouwe woe. Abigaïl hoegde har net to birieden. ‘Sjoch’, sei se, ‘ik wol de slavin fan myn hear David wêze en de fuotten fan syn feinten waskje’.

Hja waerd Davids tredde frou. De earste, Michal, hie er noait wer sjoen, sûnt dy nachts doe't hja him to Gibeä út it finster sakje liet; Saul hie har nommen en oerdien oan in oare man. En hjir yn it Suderlân, yn in plak dat Jizreël hiet, hie er in oare frou foun, dy't Ahinoäm hiet en by him yn it kamp wie. Nou hie er dan twa froulju mei op syn tochten en to-nei, as hja it kamp opsetten, makken syn mannen in tinte mear foar har oanfierder ré.

Sa waerd Abigaïl, de frou fan in rike boer út it Suderlân, de frou fan David, de swalker en bindelieder. Mar hja bitroude fêst dat ienris de greate omkear komme soe en dat har man sitte soe op 'e troan fan Israël.

Yn tsjinst fan 'e Filistinen

IEN KEAR, DOE'T DAVID NOCH SYN heite keppel weide yn it fjild fan Bethlehem, hie Samuël him neamd: ‘in man nei Gods hert’. En dat wie er ek nou noch, net allinne as er yn stille ûren psalmen song by it lûd fan 'e siter, mar likegoed as er mei syn rûge maten oer de bergen fan Juda swalke, of yn hoalen en spelonken skûle foar de wraek fan Saul. De man nei Gods hert, dat wie er net om't er sa'n bêsten wie, of om't er noait kwea dwaen soe - dat wie er allinne om't God him útkard hie en him leaf hie en him biwarre yn alle noed en need; dat wie er ek om't er yn alle gefaren op 'e Heare bitroude en libbe neffens syn hillige wet. It bitsjutte nèt, dat er in man sûnder sûnde wie en dat syn bitrouwen op God altyd like sterk wie! Sa barde it op in kear, doe't Saul him wer opjage en him omtrint bisingele hie, dat David de moed forlern joech en by himsels tocht: Nou sil ik de iene of oare kear omkomme troch Sauls hân, dat it is it bêste, dat ik ûntwyk nei it lân fan 'e Filistinen. Hy praette der mei syn mannen oer en dy founen ek, dat it mar oangean moast. Foar aerdichheit hoegde men net nei it lân fan 'e fijân to gean, mar as de eigen kening jin oan 'e dea ta forfolge en it eigen folk jin forrette, dan moast it der in kear fan komme. Sa koe it net langer en hoe moast it mei har froulju en bern komme, as Saul har dochs noch krige? Dan wie it mar better en tsjoch nei Achis, de kening fan Gath; dy soe wizernôch mei har wêze.

It kaem krekt út sa't hja tocht hiene: Achis wie bliid doe't er David seach en makke plak foar syn seishûndert man en foar alle froulju. Dit wie de twadde kear dat dy Hébréer by him kaem. Hy moast syn folk en syn eigen kening wol Litter terge hawwe, dat er nou by him syn heil sykje moast. It koe noait moaijer: dyselde man dy't ien

kear Goliath forsloech, dy frege nou in plak yn it leger fan 'e Filistinen! It swurd fan Goliath tsjin kening Saul! Dagon wie al machtich en wúnderlik wiene syn wegen.

En doe sei er David rjochtút hwêr't it op stie. Fansels wie er wolkom yn Gath, dizze moedige strider mei syn seis hûndert fikse soldaten. Sa lang as er woe mocht er yn 'e keningsstêd biluwe en as der hwat wie, hy koe altyd frij yn it keningshûs komme en sizze hwat er op it hert hie. En hy bleau de oanfierder fan syn eigen binde, al stiene se dan fansels ûnder Achis. It wie in hege eare, dat hja nou diel útmakken fan it romrofte leger fan Filistéa. Sa net, it wie foar de fiif keningen gjin lytser eare, dat in man as David ûnder har findels focht! Och, as it der op oan kaem wiene se ommers ien: hja wiene fijannen fan Saul en David soe

ek net folle mear mei syn kening op ha! Mar, it spriek fansels dat hja hjir to Gath gjin seishûndert man forgees op 'e kost ha koene. Dat soe in kriichsman as David wol net iens bigeare. Hy soe der wol sin oan hawwe om wraek to nimmen op Saul! Nou dan, hy koe fan tiid ta tiid in ynfal yn Juda dwaen en soargje, dat er fan de bút rom libje koe. Fansels, fan alles dat er naem kaem de kening ek in part ta, mar dat wiene dingen, dy wist David sels wol; hy hie sok wurk wol mear by de ein hawn! Allinne, doe plondere er de doarpen fan Filistéa en nou dy fan Juda: oars wie der gjin forskeel.

Achis lake breed, doe't David bûgde en sei dat it goed wie. Hwat soe Saul razend wêze, as er hearde dat syn eigen tsjinner syn doarpen platbaernde en syn keppels rôve! En hwat noch it moaiste wie: as David tsjin syn eigen folk stried, dan soene se him letter noait as kening ha wolle. Mei ien slach makke er him ûnmûglik yn syn eigen lân en sa soe er al syn libbensdagen de Filistinen tsjinje moatte! Ja, kening Achis wist wol hwat er die, doe't er David oannaem ta syn fazal!

Mar ien ding hie de kening fan Gath gjin aen fan: dat David noch folle snoader wie as hy sels en him wol tsien kear oer koe. Hy wie yn it lân fan 'e Filistinen kommen om feilich foar Saul to wêzen, mar net om tsjin syn eigen folk to fjochtsjen. Noait soe er de hân opheevje tsjin syn eigen kening, noait soe er it lân fan Juda ynfalle om to rôvjen. Al ear't er him by Achis joech hie er syn plannen makke: hy soe ynpleats fan yn Juda yn oare lannen ynfalle, ynpleats fan tsjin de Israëliten soe er tsjin fijannige stammen stride en dan soe er de kening wys meitsje dat er dochs yn Juda west hie. Mar om Àchis der tusken to nimmen moast er út Gath wei: it wie hjir allegearre to ticht by en yn 'e keningsstêd koene se him to folle op 'e hannen sjen.

Op in kear gyng er nei Achis ta en frege, oft er net earne oars wenje koe as krekt to Gath, by de grinzen bygelyks, tichter by it lân fan Israël. Dan koe er makliker syn strooptochten nei Juda hâlde en dan krige de kening mear romte yn syn eigen stêd. It wie him dochs al yn 'e wei dat hja dizze earste dagen safolle huzen yn bislach hawn hiene. Kening Achis foun it goed; it kaem net by him op, dat David him bidrage soe en hy joech him it lytse stedtsje Siklach, alhiel by de sudergrins en in hiel ein fan syn keningsstêd.

Gâns in skoft hat David mei syn binde to Siklach tahâlden en iderkear teach er mei syn mannen de grins oer om in ynfal to dwaen yn it lân fan Juda. Hja trieken ek altyd trou nei it westen, mar as hja in goed ein út it gesicht wiene, swonken se it suden yn en trieken nei it gebiet fan 'e Amalekiten of fan oare stammen dy't yn fijânskip libben mei Juda. Hiele doarpen baernden se plat, krekt sa't de Filistinen it eartiids yn Israël diene en skiep en kij en ezels fierden se mei as bút. In diel hâldden se sels, dêr moasten se fan libje mei har húshâldingen en it keningspart brochten se elke kear nei Gath, nei har hear en gebieder. Dan groete Achis har minlik en tanke foar de rike skatting en as er alles bisjoen hie, frege er hwêr't hja dizze reis fochten hiene. Dan wiisde David it westen yn en sei: ‘Wy hawwe yn it Suderlân fan Juda stroopt, en by de Keniten, in stam dy't it mei Juda hâldt’. En sa earnstich diste er syn leagens op, dat Achis it altyd leaude en him op it heechste priizge. Der wie ek gjin ien dy't him de wierheit fortelle koe: de tsjinners fan David seine it net en yn 'e doarpen dy't hja plonderen, lieten se gjin man noch frou yn it libben...

Sa gyng dat moannen oan ien en noait waerd kening Achis gewaer hwat David die. Hy fortroude him as syn bêste freon en hy miende, dat David alhiel in Filistyn

wurden wie. Hy koe fansels ek net witte dat dy man út Israël noch altyd Saul as syn wettige kening seach en dat er syn eigen lân en it folk dêr't er ien kear oer hearskje soe, hertstochtlik leaf hie.

En dochs wie dit foar David en syn binde gjin moaije tiid. Wis, hja laken der soms om hoe moai 't hja dy Filistinen to fiter hiene, mar oare kearen skammen se har suver oer har bidroch. Hja wennen yn in stêd fan Achis en tsjinnen yn syn leger en elke ûre gingen se mei bidroch to wurk. Elk wurd dat hja seine, elke groetenis, elk geskink dat hja to Gath brochten, wie in leagen. En dan, elk doarp dat hja namen, moarden se út: gjin man en gjin frou en gjin bern doarsten se to sparjen, bang dat hja wiene dat ien har fôrklappe soe. Soms skammen se har oer har eigen wredens,

mar hja wisten ek net hoe't it oars moast. Sels hiene se har yn dit aventûr jown en nou seagen se gjin útwei mear. Hwant elke dei koe it bidroch útkomme en dan soe Achis bloedich wraek nimme.

En doe barde it op in kear dat in boade fan Achis to Siklach kaem en David en syn mannen oprôp om nei Gath ta to gean. It wie oarloch en alle man moast opkomme om to striden tsjin Saul yn 'e flakte fan Jizreël. Dizze kear gyng it net om in strooptocht, net om hwat ezels en lytsfé, net om in mannich doarpen of in wetterwelle: nou gyng it der op of der ûnder. As Saul it woun, dan soene de Filistinen har lêste steunpunten yn Israël kwyt reitsje en dan lei har eigen grins foar de fijân iepen; as de Filistinen it wounen, dan soe de fette flakte harres wêze en de rike stêdden en dan koene se hiele Israël twinge ta hurde tsjinst. Dat dêrom soe dizze keàr alles op alles set wurde, dêrom rôpen de fiif foarsten de ban en de efterbân op en dêrom woe Achis syn freon David mei ha. David, dy woun altyd. Doe't David tsjin Goliath stried, doe woun Israël; nou't David de Filistinen holp, nou moast Saul forlieze. Achis wachte op him en daliks doe't David yn 'e stêd wie, moast er by kening Achis komme. ‘Nou is it sa fier’, sei Achis, ‘nou sille wy foargoed mei Saul ôfrekkenje. Dit wurdt in greate slach en dû meist mei. Saul hat dy safolle kwea dien, nou is it de tiid om wraek to nimmen.’

David bûgde de holle. Hy wie nou ienris yn tsjinst fan Achis en hy koe net wegerje, mar noch stie it by him fêst, dat er net tsjin Saul fjochtsje woe. Wie er mar noait yn it lân fan 'e Filistinen kommen! Mar nou wie it to let! Hy hie it him sels oandien. Achis miende dat er wol graech mei woe, mar alles dat er hie soe er jaen wolle om frij to kinnen! O God, tocht er, hwat moat ik nou? As ik striid tsjin Saul en tsjin jins eigen folk, dan helje ik my in flok op 'e hals en bin ik net weardich om kening fan Israël to wurden en as ik it net doch, dan moat ik Achis forriede, dy't my fortrout as syn eigen soan!

Noch ien kear bisocht er, him der út to rêdden. ‘As ik mei gean’, sei er, ‘dan leit de sudergrins fan Filistéa iepen en kinne de Amalekiten jins lân ynfalle’, Mar Achis liet him net biprate. ‘De Amalekiten’, sei er forachtlik, ‘dêr rekkenje wy letter wol mei ôf. It soe ek al nuver treffe as dy nou krekt kamen. Wy hawwe yn tiden neat mei har hawn’. En wer bûgde David earbiedich. It wie noch net lang lyn, dat hy hwat mei de Amalekiten hawn hie, mar dat koe er net sizze. ‘As myn hear my ropt’, sei er, ‘dan sille wy meigean en jo sille gewaer wurde hwat jins tsjinstfeint kin’.

Achis lake freonlik. ‘Ik hie it net oars tocht. Dêr't de kening fan Gath hinnegiet, dêr tsjocht syn freon David mei! En dizze kear silstû mei dyn mannen myn liifwacht wêze: myn libben bitrou ik dy ta’.

De oare deis gyngen se op mars, it noarden yn. In machtich leger wie it, dat de fiif keningen gearbrocht hiene; gjin ien dy't in wapen tille koe, bleau thús. Yn in pear dagen trieken se troch it gebiet fan Efraïm nei de flakte fan Jizreël. Ear't hja fierder teagen, nei de stelling fan Saul by de Gilboa-bergen, défilearde hiel it leger foar de fiif keningen. Hûndert by húndert, tûzen by tûzen, marsjearden se foarby. De binden fan Achis wiene de lêste en oan it haed fan 'e keningswacht roun David: de salvling des Heare yn 'e slachoarder fan 'e Filistinen.

De fjouwer oare keningen bisauden har, doe't hja him seagen. ‘Hwat sille dy Hébréërs?’ fregen se forheard. Greatsk antwurde Achis: ‘Dat is myn freon David, de fijân fan Saul, dy't nou al jier-en-dei by my is en dy't my trou tsjinne hat’.

Mar de foarsten woene der gjin praet fan hearre. ‘Dy Hébréër kin net mei ús optsjen’, seine se forheftich. ‘Nou is Saul forgrime op him, mar as er yn 'e slach omkeart en tsjin ús bigjint, dan binne wy forlern en hy komt by Saul yn 'e gunst. It is al faker bard, dat Israëliten, dy't ús holpen, midden yn 'e slach oerrounen. Dat stjûr dy David werom en lit him net mei ús yn 'e slach tsjen’.

Doe rôp Achis David en sei tsjin him: ‘It spyt my, hwant ik wit datstû myn trouwe tsjinner bist, mar de foarsten fortrouwe dy net en wolle dy net mei ha. Dat gean yn frede nei Siklach en wachtsje dêr oant wy weromkomme’.

It wie David in pak fan it hert. Nou hoegde er net tsjin it eigen folk to striden en ek Achis, dy't him sa goed fortroude, net forriederlik oan to fallen. Dit wie in

wûnder fan God; fan dy God dy't him altyd útholp, sels as er forkearde wegen gyng. Mar Achis mocht it net witte, dat er sa bliid wie!

En op in toan as wie er slim yn syn eare taest, sei er: ‘Mar hwat haw ik dien, dat ik net optsjen mei om to striden tsjin myn heare fijannen?’

Achis skodholle drôvich. ‘Dû hast neat forkeards dien en dû bist yn myn eagen as in ingel fan God, mar de oare keningen kenne dy net en wolle dy út-noch-yn net mei hawwe. Ik kin der neat oan dwaen. Dat as wy moarnier fierder gean, Saul yn 'e mjitte, gean dû dan werom nei Siklach ta’.

De oare moarns ier-en-bitiid al wie David mei syn mannen op mars. Hy wie tige bliid dat er werom mocht, mar it lei him by dat der yn Siklach hwat bard wie, yn 'e tiid dat hja fuort west hiene. As de Amalekiten nou ris har slach slein hiene...

Utein fan in kening

YN IT ÛTERSTE EASTEN FAN 'E flakte fan Jizreël, deun by de bergen fan Gilboa, wachte Saul de fijân ôf dy't út it westen kaem. In sterke stelling hie er hjir en as er it forlear koe er oer de bergen werom, dêr't de Filistinen, dat folk út 'e flakte, har sa goed net rêdde koene.

Der wie al gâns foroare sûnt Saul kening wurden wie. De earste kear doe't er de Filistinen slein hie, stie de fijân yn Benjamin; by de twadde slach wie it lân fan Juda bifrijd en nou fochten de Filistinen fier fan har lân om 'e flakte fan Jizreël, dêr't de greate karavaenwegen troch giene en dêr't de Kanaänieten noch altyd har stêdden hiene. As Israël it nou dizze tredde kear ek winne mocht, dan koe er miskien de hiele legermacht fan 'e ûnbisnienen ôfsnije en fomeatigje en dan soe Israël alhiel frij wêze, in sterk en ienriedich folk.

En doe't er syn folk oprôp ta de striid en mei har it noarden ynteach, hie er ek syn moed wol hawn. Fan David en syn dryste binde hie er gjin lêst mear, nou't dy oerroun wie nei de Filistinen; hy koe nou alles op alles sette om it hiele lân frij to meitsjen. En nou hoegde er ek net mear bang to wêzen dat David noch ris in kear kening wurde soe: noait soe Israël in man op 'e troan ha wolle, dy't it mei de Filistinen hâldde en dy't yn har leger tsjinne hiel Fan nou ôf oan wie syn striid tsjin de âlde fijân ek tagelyk de striid tsjin David.

Mar doe't it leger fan de Filistinen opsetten kaem en it kamp opsloech by Jizreël, joech er sa mar ynienen de moed forlern. It wie oft syn âlde kwael him wer yn 'e macht krige en nou wie der gjin David mear om him wer soun to spyljen. Sombere gedachten mealden him yn 'e holle om. Hy soe it wol forlieze moarn, it koe mei him dochs noait hwat wurde. Wis, hy hie de Filistinen twaris forslein, mar de earste kear hie Jonathan de eare krige en doe by Socho hie David de reus forslein en hy net! Nou kaem it dan op him oan, mar hy fielde him siik; dy kweageast pleage him wer, dat hoe soe er dan syn mannen oanfiere kinne? It lei him by dat it mis gean soe. Moarn-to-joun, dan wie alles al forby, dan wist er it al... of wist er dan al neat mear en lei er dan al foar dea op it slachfjild?

Hy woe it witte, nou fuortdaliks; sà doarst er de nacht net yngean. Hy joech syn tsjinners bifel en hja brochten offerdieren, de bêste út it kamp; sels stiek er it offer oan en die er in gebet. Der wie gjin antwurd. Fansels net, tocht er bitter, de Heare hat my forwurpen en wol net nei my omsjen. Dy soan fan Isaï, dy hat in preester by

him, dy kin de Heare bifreegje, mar ik net. David, dy kriget in Godswurd: God hâldt it mei de forrieders.

En al somberder waerd er; de hiele lange dei woe er gjin iten hawwe; hy koe it net troch krije, en hwat joech it, as dit dochs syn lêste dei wie? Let op 'e middei, doe't it bigoun to skimerjen, koe er it net mear úthâlde. As de Heare dan gjin wurd foar him hie, dan wiene der wol oare wegen om de takomst to witten to kommen. Hy liet in pear fan syn tsjinners komme en frege: ‘Witte jim hjir in frou, dy't de deaden bilêze kin?’ De beide mannen waerden suver kjel. Hwat woe de kening nou? It oproppen fan 'e deaden wie strang forbean en yn it earst fan syn regear hie Saul sels alle biswarders en tsjoensters deade

en woe er der nou sels hinne? ‘Der is in frou’, seine se, ‘mar dy wennet alhiel to Endor, dat is ûren rinnen en de wei giet by it kamp fan 'e fijân lâns’.

‘Meitsje jim daliks klear,’ sei er, ‘en wiis my it paed’. Hwat hindere it dat er yn it earst sok folk forfolge en deade hie? As dat frommis him nou mar holp. Samuël soe er opkomme litte; dy hie altyd fan him hâlden en dy wie noch net sa lang wei. De deaden, oan de oare kant fan it grêf, dy wisten de takomst wol.

En sa gyngen se op mars troch de tsjustere joun, de trije mannen, de kening yn it midden, mar hy hie oare klean oantein, dat gjinien sjen koe hwa't er wie. Yn in wide bocht rounen se om it kamp fan 'e Filistinen hinne, mar gjinien wie har lestich en sûnder tsjinslaggen kamen se, dêr't hja wêze moasten. De frou hie har hûs yn in rotsmuorre en doe't hja oankloppen, ienris en twaris, kaem se sels foar. Mei in fakkel biljochte se de lette gasten. Trije man, soldaten, en de iene in holle greater as gewoan. Hja moast oppasse!

Saul die sels it wurd. ‘Lit my dochs de takomst witte troch in deade op to roppen, dy't ik jo neame sil’. Hja seach him skerp oan. ‘Jo witte dochs wol dat Saul alle deade-bilêzers útroege hat út it lân? As ik jimme holp dan soene jim it forklappe en de kening soe my deadzje’. Saul stiek de hân omheech. ‘Sa wier as de Heare libbet, der sil jo gjin straf oerkomme om dizze saek’.

‘Kom’, wonk se en gyng har foar troch de holle, tsjustere gong. Nou leaude se tominsten dat dy lange, bleke man de kening sels wie: hwa oars koe har swarre dat der har neat oerkomme soe? Hja soe it har net skine litte, mar it wie goed dat hja it wist. Nammersto better koe se strak har rol spylje as it sa fier wie. It wie al frjemd: deselde Saul dy't to foaren har soarte fan minsken deade kaem nou om har to bifreegjen. Winliken moast se bliid wêze en har wreke, mar hja koe net lilk op him wêze. Hy wie sa wurch en sa bleek en syn hannen trillen; it bigreate har, dat er ta sok ding forfalle moast, de nachts foar in swiere slach. It wie as stie de dea him nou al op it antlit skreaun.

‘Hwa sil ik opkomme litte?’ frege se.

‘Lit Samuël opkomme’. Fansels, tocht se, as it Saul is, om hwa soe er dan oars freegje? En it wie tige maklik: in man, in profeet; ek al hie se him noait sjoen, it wie net slim om him foar to stellen. Hja die in doar iepen en liet Saul yn in keamer; it wie net folle mear as in hoale, yn 'e berch úthoud. ‘Bliuw hjirre’, sei se, ‘en wachtsje. As Samuël komt, kinne jo him hjir hearre’. Doe gyng se fuort en sloech de doar ticht.

Saul wachte. Der wie neat yn dit keal fortrek; oars net as in walmjende lamp. Yn 'e muorre gappe in donker gat: it like in soarte fan tunnel dy't yn in oare keamer útkaem. It hert sloech him. As Samuël nou mar komme woe! Mar hy hie him altyd genegen west. Tominsten yn it earst... Letter... Hy fage it swit fan syn foarholle. Yn 'e oare keamer gyngen slurkjende stappen; dêr knettere fjûr en troch de tunnel kaem de skerpe rook fan baernende krûden. Nou soe er it aenstouns witte. Libben of dea... Oerwinning of nederlaech...

Doe hearde er de frou wer, in sucht, en doe joech se in wylde skreau, as ien dy't de dea foar eagen sjocht. Saul hâldde de siken yn. Nou kaem it, dat âlde, bikende lûd... Mar it wie de frou dy't rôp: ‘Jim hawwe my bidragen, jo binne Saul; nou wit ik it fêst’.

‘Stil mar’, sei Saul, ‘wês net bang. Siz my hwat jo sjogge’.

‘Der komt in âld man út 'e ierde op; in âld man mei in brune mantel... O, ik bin sa bang!’

Flak foar it gat yn 'e muorre liet Saul him falle en roerde mei de foarholle de flier. Earbiedich sei er in groetenis. Doe riisde er oerein en wachte hwat Samuël sizze soe. Hy twivele net, dat it Samuël sels wie; oars soe dy frou net sa bang west ha. Nei't it like hie se it sels net ienris tocht!

Doe kaem it lûd fan Samuël, strang en somber: ‘Hwerom hastû my ûnrêstich makke en my opkomme litten?’ En stammerjend antwurde Saul: ‘Ik bin tige bang, hwant de Filistinen oarlogje tsjin my en God hat my forlitten en antwurdet net mear, net troch de tsjinst fan in profeet, noch troch in dream, noch op hokfor wize; dêrom haw ik jo roppen, om my to sizzen hwat ik dwaen moat’.

En doe spriek Samuël it fonnis oer de forwurpen kening. ‘Hwerom fregestû my om in godswurd, nou't de Heare dy forlitten

hat en dyn fijân wurden is? Hwant de Heare hat it keningskip út dyn hân skuord en it oan David jown. En moarn sil Israël forslein wurde en dû en dyn soannen sille hy my wêze yn it deade-ryk en de Heare sil Israëls leger yn 'e hân fan 'e Filistinen jaen'. Doe't Saul dat lêste hearde, sloech er foaroer tsjin 'e hurde groun.

Hja founen him, langút oer de flier, de frou en de beide tsjinners. De frou wie net bang mear, nou't de forskining oer wie, en holp de kening wer by. Handich en redsum gyng se om en doe't Saul hwat bikommen wie sei se, dat er ite moast. Hy skodholle somber. Hwat sin soe iten ha foar ien dy't ta de dea wijd wie? Hwerom hiene se him wekker makke en pleagen se him mei spizen dy't er dochs net trochkrije koe? Sliepe woe er, sliepe en alles forjitte en nea wer wekker wurde. De frou joech it net oer en de beide feinten holpen har; hja twongen him dat er ite soe en de frou slachte sels har keal en bakte koeken. Doe't er ienris iet waerd er kalmer. Strak krigen se wer in hiele reis, it wie goed dat hja trochset hiene. Dus moarn soe er stjerre... Gjin god en gjin minske koe der hwat oan foroarje, mar hy soe stjerre sa't it in kening foeget. En mannich ûnbisniene soe er meinimme yn 'e dea...

Doe't hja wer nei it kamp ta teagen, troch de tsjustere nacht, trieken de Filistinen om har stellingen hinne, in oare kant om. Sûnder dat Saul it wist wie syn leger bisingele en it werompaed oer de bergen har ôfsnien. De slach, dy't de oare deis oangean soe, wie yn it foar forlern.

It wie Saul syn eigen skuld. In kening dy't yn 'e nacht foar de slach syn wurk forsommet en syn heil by de biswarders siket, dy kin net oars forwachtsje.

De oare deis waerd it oardiel dat de forstoarne profeet sprutsen hie, oan Saul foltrutsen.

Hja hiene moedich fochten, Saul en syn mannen, mar der wie gjin hâlden oan; it leger waerd útinoar slein en Saul syn trije soannen, Jonathan, Abinabad en Malkisua foelen njonken him. Doe earst tocht Saul der oan om to flechtsjen, mar doe wie it to let. Achter him kamen de Filistynske bôgesjitters de bergen op. Saul bigriep dat dit syn ein wurde soe. Hja soene him bisingelje, him de wapens út 'e hannen slaen en finzen nimme. Hy wist dat er stjerre moast en hy hie wol wollen, dat er mei syn soannen fallen wie, mar libben yn 'e hannen fan 'e fijân falle, dat woe er net. Simson kaem him yn it sin, Simson mei útstutsen eagen... En al tichter kamen se by en al tichter gounzen de pylken.

Hy tocht net mear om God, net mear om Gods wet, hy tocht mar allinne mear om syn skande en om 'e Filistinen, dy't opsetten kamen. Noait soene se Israëls kening libben fange, dy ûnbisnienenl Dan die er leaver him sels to koart. It mocht net. Mar it koe him neat mear skele; hy wie dochs in forwurpene. En tsjin syn wapendrager sei er: 'Nim dyn swurd en deadzje my, dat dy Filistinen net komme en de spot mei my slagge'.

De wapendrager doarst it net to dwaen. Hy hie alles foar syn kening oer, hy woe mei him stjerre, mar hy doarst de hannen net oan des Heare salvling slaen. Doe seach er hoe't Saul syn eigen swurd naem en it mei de punt omheech op 'e groun hâldde; ear't er ta-springe koe om it wapen oan 'e kant to slaen, liet Saul him der yn falle. Doe't de kening stoarn wie en net mear forweegde, naem ek de tsjinner syn swurd en liet der him ynfalle. Sa leine se dêr op 'e berch, Saul en syn wapendrager, mar dy deis founen de Filistinen har net; hja hiene it to drok mei de flechtsjende Israëliten. Doe't de skriklike slach oer wie, gyng de sinne ûnder en foel de nacht oer de bergen

fan Gilboa. Der dwaelde yn 'e lette joun noch in man oer it fjild: in rôver dy't it om goud en sulver to rêdden wie. Mei syn ûnhillige hannen skeinde er it lyk fan 'e kening en naem de diadeem - de gouden bân om 'e foarholle - en de gouden earmringen mei. En fierder wie der gjin ien, dy't de deade kening steurde...

De oare moarns founen de Filistinen him en kuollen oan syn lyk har gleone hate tsjin God en syn folk. Hja kappen him de holle ôf en doe spikeren se de neakene liken fan Saul en syn soannen oan 'e muorre fan Beth-San, in stêd dy't net fier fan it slachfjild lei. Dêr soene se hingjen bliuwe, de kening en de prinsen, salang oan't de rôffûgels har iten hiene. Mar it kaem oars. Ien kear hie kening Saul de stêd Jabes yn Gilead forlost út 'e hân fan in wrede ke-

ning; nou teagen de mannen fan Jabes hinne en namen de skeinde liken en droegen se earbiedich nei har stêd. Hja woene de liken sà net bigrave: earst baernden se alles dat skeind wie der ôf en doe setten se it biente fan heit en soannen by yn it bêste grêf dat hja hiene.

Siklach

FAN AFEK, DE STÊD DÊR'T ACHIS David weromstjûrd hie, nei it Suderlân fan 'e Filistinen is oardel hûndert kilometer, mar hja rounen it yn trije dagen, sa'n haest hiene se om thús to kommen en sa sieten se yn noed oer wiif en bern. Der wie yn hiele Siklach gjin man mear dy't de wapens tille koe en as de Amalekiten it to witten kamen, dan soene se sok in kâns net foarby gean litte.

Dat hja setten alles op alles om sa gau mûglik wer thús to wêzen. Hja diene har amper oan tiid to rêsten; yn 'e nacht sliepten se in ûre-mannich oan 'e kant fan 'e wei en soms oerdeis in skoft as de sinne op it heechst wie en fierder rounen se, rounen se, oan't de wurgens har as lead oan 'e fuotten hong en it bloed yn 'e sandalen stie. Fan alle seis hûndert wie der gjin ien dy't útfoel, mar doe't hja, de tredde deis, oer de lêste heuvelrêch kamen, seagen se, dat alles om 'e nocht west hie. Yn 'e fierte, dêr't Siklach wêze moast, hong boppe de kym in donkere wolk fan reek. Der wiene gjin flammen mear; de stêd hie miskien al dagen baernd.

Mei ien slach wie alle wurgens forgetten en hja rounen sa't hja noch net dien hiene op dizze skriklike mars. Strak soene se yn 'e smelle strjitten en ûnder it pún fan forbaernde huzen de liken fine fan froulju en bern. Mar doe't hja de stêd ynkamen, swijend en forgrime, founen se wol de huzen ynstoart en de strjitten en stegen fol pún en de keale muorren swart en to-broazele, mar deaden founen se net. It wie in skriele treast, hwant de dea hie faeks noch better west as meisleept to wurden nei de slavemerk. En doe't hja hiel de stêd ôfsocht hiene, heven se de earmen omheech en gûlden en jammeren elk om syn frou en syn eigen bern. Lang duorre dat frjemde roubitoan, mar op it lêst, doe't hja gjin triennen mear hiene, hokken se byinoar en bigounen tsjin David op to sprekken.

Hwant it wie sa klear as de dei, dat it David syn skuld wie. Jier en dei hiene se yn it lân fan 'e Amalekiten stroopt en altyd hiene se alles deadzje moatten hwat har yn hannen foel - en nou hiene dy rôvers de rekken lyk makke. Hwerom hie David har ek yn it lân fan 'e ûnbisnienen brocht? In bern koe wol bigripe dat it speak rinne moast. Yn har fûle smert tochten se der net ienris mear om dat hja destiids wol graech nei Achis ta woene en dat hja altyd trou mei dien hiene oan it útmoardzjen fan dy doarpen.

En al lilker makken se har en op it lêst stiene se mei de fûst omheech foar David. Stiennigje soene se him, dat hie er oan har fortsjinne en stiennen wiene der tominsten genôch yn dizze deade stêd. David bigriep, dat it der nou op oan kaem. As er nou bang waerd, dan wie syn lot bisegele. As er ien ûnforstannich wurd sei, wie er foargoed forlern. Der wie mar ien middel op: hy moast har op oare gedachten bringe en soargje dat hja wer hope krigen, hope en in doel yn it libben.

En wylst er dêr foar har stie, de triennen om syn beide froulju noch yn 'e eagen, mar lykwols heech en moedich, sei er tsjin Abjathar. ‘Bring de efod, dat ik de Heare freegje kin!’ It waerd daliks stil en sels de greatste roppers swijden. Hwat minske soe de mûle iepenskuorre doare, as de Heare sa deun by wie? Doe wie de preester

der al mei de hillige mantel en earbiedich frege David: ‘Sil ik dy binde efterfolgje en sil ik se ynhelje?’ It antwurd wie sa't er hope hie: ‘Efterfolgje, hwant dû silst se wiswier ynhelje en dû silst wiswier forlosse’.

Der wie gjin ien mear dy't der oer praette om David to stiennigjen. Hja soene forlosse, hie de Heare sein en al it oare wie forgetten. Achter David oan de steppe yn en ôfrekkenje mei dy rôvers! It wie noch nacht, doe rounen se al wer, de lea noch stiif en pynlik, de fuotten sear, mar mei in hert fol moed. Doe't hja ien kear op mars wiene wende it wer, mar letter, doe't de sinne gleon waerd, fielden se de wurgens noch slimmer as de deis fan tofoaren. Kaem der dan noait in ein oan dizze ein-

leaze flakte? By in beekdellingl dy't djip troch it toarre lân roun, bleauwen twa hûndert man lizzen: hja koene net mear. Al soene se noait har froulju en bern wersjen, it wie har ûnmûglik om noch fierder.

En wer rounen se fierder, de fjouwer-hûndert, de wide mantels wiet fan swit, de mûle droech, de fuotten stikken. Foar har lei de brune steppe, flak en forlitten; de kimen tilden; soms pakten se elkoar beet en knypten de wurge eagen ticht; dan seagen se sterren en dreamden ien koart momint dat it nacht wie en koel. Bytiden foel der ien; dy skopten se oerein en dan rounen se wrokjend fierder, en flokten om dy twa-hundert dy't dêr nou prinshearlik to rêsten leine.

Doe bleauwen de foarsten stean en wiisden fan siden. Njonken it heal forwaeide spoar, dat gjin wei mear hite koe, lei in donker ding yn it ljochte sân. It like in minske en binijd gyngen se der op ta. As dit nou ien fan har froulju wie... Mar dat foel ta. It wie in manspersoan en hy lei plat tsjin 'e groun; út syn goare mantel stieken de meagere earmen. Hy forweegde net. ‘Dea’, seine se ûnforskillich, mar doe't ien him omrôlle gyngen de eagen iepen. Hy koe gjin lûd mear jaen, mar it wie as smeken dy swarte eagen om drinken. Doe geaten se wetter oer him hinne en lieten him drinke. Hy kaem hurd wer by. It earste wurd dat er sei, wie ‘honger’. Mei brea en figen en in pear rezinekoeken krigen se him alhiel wer by. David sels kaem der hy en frege him út.

Hy fortelde dat er in slaef wie fan in Amalekyt en dat syn hear him meinommen hie op in rooftocht nei it Suderlân. Mar om't er út Egypte kaem en net wend wie oan it hurde libben yn 'e steppe, wie er siik wurden en hiene se him hjir efterlitten om to stjerren. Hja hiene gâns doarpen plondere en in greate bút bihelle: fé en lytsfé en slaven; it kaem wier net op ien slaef oan! En Siklach hiene se forbaernd. Allinne dy stêd; út wraek.

David frege: ‘Witstû hwer't dy binde hinnetein is en kinstû ús it paed wize dêrhinne?’ Hy knikte. Syn donkere eagen fûnken fan in wylde haet. ‘Swar my dat jim my net deadzje sille en my net wer oerleverje yn 'e hân fan myn hear en dan sil ik jim by har bringe. It is net fier, mar jim founen it noait’. David swarde en de Egyptner gyng har foar. Nei dizze moeting wie it suver as wiene se sa wurch net mear.

Hja founen de binde earne yn in droege beekdelling, in ein fan it paed dat hja lâns kommen wiene. Der wiene gâns mear as hja tocht hiene en de donkere tinten stiene fier útinoar. Skyldwachten wiene der net en it wie allegearre feest en fleur. Tusken de tinten baernden de fjurren en de rook fan bret skiepfleis dreau har to-mjitte. Hja wachten oant 'e jounsskimer ta en doe foelen se oan. It waerd in wylde slach en hja sparren neat. Allinne fjouwer hûndert jongkeardels koene by de kamielen komme en flechten, mar alle oaren houden se del. Yn it kamp founen se nei-tiid alle froulju en sels fan 'e lytse bern miste net ien. It waerd in feest dêr yn 'e wyldernis en hja lieten har net lije. Doe't hja útrêst wiene trieken se werom, it noarden yn, mei froulju en bern en hiele keppels fé. Hja hiene wol hwat byinoar stellen, dy rôvers. As Achis wer thús kaem út 'e striid koe er syn part krije, mar dizze reis krige er alles net. By de beek Besor founen se har twa hûndert maten wer en dat joech noch in koarte fûle rûzje. ‘Dy't net mei fochten hat’, seine de bretaelsten, ‘hoege ek neat fan 'e bút’, mar David gebea dat hja like goed mei parte soene. De earste deis dat hja wer thús wiene, stjûrde er nei alle stêdden yn it suden fan Juda in keppel skiep. De boaden moasten

út syn namme sizze: ‘Sjoch, hjir is in geskink foar jimme, fan 'e bút fan des Heare fijannen’.

Kening Achis soe wol nuver opsjoen hawwe, as er it witten hie!

En doe wachten se op in boade, dy't tiding bringe soe út Israël. De twadde deis seagen se ien kommen en doe't er ticht by wie, wisten se dat er gjin goed birjocht brocht: hy hie de klean to-skuord en in swarte roudoek mei ierde hie er om 'e holle.

It wie deselde Amalekyt, dy't de nachts nei de slach it lyk fan Saul foun hie en de keningsdiadeem en de gouden earmbân stellen. Hy tocht dat David tige bliid wêze soe as er hearde dat Saul dea wie en op syn lange reis fan Jizreël nei Siklach hie er him goed bitocht hwat er sizze soe. It koe gjin kwea dat er it forhael hwat moaijer makke as it wie... Fansels soe er net fortelle dat er de nachts de liken birôve hie; dat hoegde gjin-ien to witten. Hy soe

allinne mar sizze, dat er Saul foun hie op 'e berch en dat er yn syn eigen swurd fallen wie en net wer better koe. Doe hie de kening him frege oft er him deadzje woe en dat hie er doe dien. As er it goed fortelde, soe David wol bigripe dat hy syn greate fijân deade hie en it boade-lean soe der neffens wêze. En as er dan mei in djippe bûging de gouden kenings-sier oerjoech dan soe it wêze as krige David út syn hannen it keningskip. It wie de wierheit wol net, mar hwat hindere dat? Gjin-ien hie him sjoen, dy nachts op it slachfjild.

Doe't er foar David stie bûgde er djip en sei: ‘Ik bin ûntkommen út it leger fan Israël, hwant it folk Israël is forslein en der binne gâns deaden fallen en ek Saul en Jonathan binne dea’.

David frege: ‘Hoe witte jo dat Saul en Jonathan fallen binne?’

De boade bûgde jitris. Doe sei er: ‘Ik kaem tafallich it slachfjild oer en dêr lei Saul, foaroer yn syn eigen swurd, mar hy libbe noch en de Filistinen kamen de berch op. Hy wonk my en sei: “Deadzje my dochs, hwant ik wol net libben yn 'e hannen fan dy ûnbisnienen falle”. En om't ik wol seach dat er dochs net mear better koe, kaem ik op him ta en triek myn swurd en deade him mei ien fûle slach; doe naem ik de gouden bân fan syn foarholle en de gouden bân om syn earm en dy bring ik jo, myn hear, hwant jo komt it keningskip ta oer de stammen fan Israël’.

Hy bûgde sédich de holle en wachte op 'e tank dy't him ta kaem en op it goud en sulver dat er fortsjinne hie. Mar David tocht net oan boade-lean en gjin wurd fan tank kaem oer syn lippen. ‘Hwa bistû?’ frege er strang. De boade seach op. Hie er noch net snoadernôch west? En hy hie dochs sa'n prachtich forhael bitocht. ‘Ik bin in frjemdling’, sei er, ‘de soan fan in Amalekyt’. Doe lôge de grime op yn David's hert: ‘Dû hast dyn eigen fonnis sprutsen’, sei er bitter, ‘hwant dû hast dyn hannen útstutsen en de salving des Heare slein’. Hy wonk ien fan syn mannen. ‘Deadzje him’, gebea er. En ear't de Amalekyt noch hwat sizze koe, sûze it swurd al en foel er foar de fuotten fan David...

Dy hiele middei, oant de joun ta, rouden en skriemden se, David en syn mannen. Om de forlerne slach skriemden se, om de skande oer har folk, om Jonathan, mar ek om Saul. Hy hie har in great únrjocht dien en hy hie David slim forfolge, mar it wie oft dat allegearre lang forlyn wie en oft it útsoend wie mei syn dea op 'e bergen fan Gilboa. Hy hie God forlitten en Gods preesters deade, mar hy hie har earste kening west, de salvling des Heare en yn it earstoan fan syn regear wie er in dapper en moedich strider. En nou noch, nei alles dat der bard wie, hâldde David fan him, sa't Samuël fan him hâldden hie, lang nei dy drôve dei, doe't er him it oardiel oansein hie.

Dy lette joun, by it flikkerjend kampfjûr, song David in liet fan rou oer Saul en Jonathan. It waerd in prachtich liet, hwant it kaem djip út syn hert. En doe't de lêste rigel forklonk yn 'e stille joun, fage mannich rûge keardel in trien út it each.

‘...Hoe binne de helten fallen, en it wapenreau forlern!’

Oarlochs-bloed

IT WIE IN JIER OF FIIF NEI DY SKRIKlike slach op 'e bergen fan Gilboa en noch altyd hearsken de Filistinen oer Gods eigen folk. Fuort nei har oerwinning hiene se de fruchtbere flakte fan Jizreël biset en oeral dêr't goed lân wie, setten se har nei wenjen; it folk Israël mocht om har de berchstreken wol Ihâlde, dêr't dochs net folle groeide

en dêr't neat to heljen wie. Sa wiene de jierren foarby gien en it like der net op dat it noch oait wer foroarje soe; it lân dat God oan Abraham biloofd hie, wie it erfdiel fan 'e heidenen wurden. Mar ek yn dizze swiere need forgeat de Heare syn folk net en Hy bistjûrde it sa, dat, nei inkelde jierren al, it hiele lân wer frij wie en dat alle heidenfolken om har hinne bûge moasten foar Israëls kening. De man dy't dat ta stân bringe soe, wie David, de salving des Heare, de man nei Gods hert.

En dochs like it der noch net folle op yn dit fyfte jier nei de slach by Jizreël. Fuort nei de dea fan Saul wie David kening wurden to Hebron, mar syn keninkryk gyng net fierder as it súdlik diel fan Juda en

‘*...dû hast dyn hannen útstutsen en de salvling des Heare slein!*’

hy mocht ek mar allinne regearje as fazal fan Achis, dy't er elk jier syn skatting bringe moast. It gyng de Filistinen wol nei it sin: dat keale heuvellân yn it suden hiene se gjin bilang by en nou't David kening to Hebron wie, koe er tagelyk moai op 'e Amalekiten passe, dat dy net wer in ynfal diene. It noardlik diel fan Juda, dat fruchtber wie, koene se sels better bistjûre; yn Bethlehem, de eigen stêd fan David, lei in troep Filistinen.

Fansels wie it David syn doel net om al syn libbensdagen in tsjinner fan Achis to bliuwen. Samuël hie him destiids salve ta kening oer hiel Israël en dat wie him noch net forgetten. Net om Achis to helpen wie er nei Hebron gien, mar om't God him rÔp. Ear't er der hinnegie, hie er de Heare bifrege en dy hie sein dat er gean moast. En hy bitroude fêst dat ien kear de tiid komme soe, dat er net allinne oer it Suderlân, mar oer hiel Israël regearje soe. Mar dat koe nou daliks net. It wie better dat kening Achis noch mar in skoft miende dat er in echte Filistyn wurden wie en syn eigen folk net mear yn tel hie.

Yn dyselde tiid dat David kening wie to Hebron yn Juda, wie der noch in kening yn Israël: Isboseth, de soan fan Saul, dy't wenne yn Mahanaïm. Nei de dea fan Saul wie Abner, de kriichsoerste, oer de Jordaen flechte en dêr hie er Isbosefh ta kening útroppen oer it hiele lân. In sterk en wiis kening wie Isboseth net, mar dat hoegde ek net, tocht Abner: as de kening mar út 'e goede famylje wie, in soan fan Saul, dan soe hysels it lân wol bistjûre en sizze hoe't it moast. Isboseth mocht de namme hawwe en de gouden kroan, as hy, Abner, de macht mar hie.

Net dat it fuort dy earste jierren al in machtich keninkryk wie! De haedstêd fan Gilead, Jabes, hearde der net iens by en it lytse Mahanaïm wie gjin forname keningsstêd. Mar it mocht dan lyts wêze, in forgetten stedtsje yn it lân oer de Jordaen, it wie wol sterk en dêr gyng it mar om. It lei yn in djippe delling tusken hege rotsen en de Filistinen, hoewol't hja neat fan Abner en syn keninkryk hawwe moasten, lieten him stil yn syn wêzen. As er it weage en kom oer de Jordaen, dan soene se mei him ôfrekkenje, mar salang't er yn dat wylde berchlân bleau oan 'e oare kant, mocht er syn gong gean.

Dat die Abner dan ek, de earste jierren, mar altyd wachte er op in kâns om syn keninkryk greater to meitsjen en ek oan 'e westkant fan 'e Jordaen syn macht to fêstigjen. En nou, yn it fyfte jier sahwat, hie er syn nocht fan wachtsjen en weage er de sprong. Hy triek mei syn mannen oer de rivier en bigoun it lân fan Benjamin to bisetten. Oeral dêr't er kaem, hellen de mannen fan Benjamin Ihim yn, bliid dat hja wiene, dat nou wer in soan fan Saul oer har hearskje soe en dat hja fan 'e Filistinen bifrijd wiene. It bigoun der op to lykjen dat Abner mei ien slach in hiel stik fan Israël werom winne soe.

Mar doe't it sa fier wie, kamen de Filistinen fan wegen. Hja fielden der neat foar om sels tsjin Abner yn it fjild to tsjen: hja koene him folle makliker kwyt wurde, sûnder dat it har ien soldaet hoegde to kostjen. En sa kaem it dat David fan Achis de opdracht krige om syn leger gear to roppen en Abner to fordriuwen. It spriek fansels dat David der net folle sin oan hie om tsjin Abner en tsjin syn eigen folk to striden, mar hy seach ek wol yn, dat it dizze kear net oars koe. Noait hie er tsjin Saul stride wollen, om't Saul syn eigen kening wie en de salving des Heare, mar dat wie Isboseth net. Hysels, David, wie roppen ta it keningskip en as er nou net ta-sloech, dan soe Abner miskien ek Juda bisette. Der wie oars gjin wei op: hy moast de striid tsjin Abner fiere, net om Achis to helpen, mar yn it bilang fan hiel syn folk. Dizze kear

gyng David sels net mei yn 'e striid, mar hy stjûrde syn omkesizzer, Joab, mei de soldaten yn it fjild. Joab wie sok wurk wol tabitroud. Hy wie in moedich man, in kundich oanfierder en hy woe foar David wol troch it fjûr; spitich allinne, dat er it net altyd tige krekt naem en dat er soms hurd wie en wreed. Hy triek sa hurd as it koe it noarden yn en trof it leger fan Abner by de fiver fan Gibeon; elk oan in kant fan it wetter stelden de beide binden har op.

It like wol oft beide partijen net rjocht sin oan 'e striid hiene. Net ien fan beiden woe de earste wêze en doe't hja in skoft foarinoar oer stien hiene, kaem Abner op 'e fiver ta en rôp om Joab. Oer it wetter hinne praetten de beide oanfierders en waerden se it iens. Fan elk leger soene tolve man it útfjochtsje, dan hoegden de oaren net yn

'e slach en soe der net folle bloed floeije. It liek Joab ek goed ta en al gau stiene der fjouwer en tweintich sterke jongkeardels foarinoar oer, it skerpe mes yn 'e fûst. Nou 8oe it der dan op oan komme hwa't it winne soene, de mannen fan Isboseth, of de mannen fan David. Mar doe't hja op inoar tasprongen, tocht gjin ien der oer om syn tsjinstanner ôf to wearen, elk woe de earste wêze en allegearre tagelyk staetten se elkoar it mes yn 'e side. Sa stoaren de fjouwer en tweintich kampfjochters en bleau de kampslach ûnbislist. Mar doe't de beide legers har maten fallen seagen, fleach it har ek oan en noch foar't Joab en Abner de oanfal kommandearren, stoarmen se opinoar yn. It waerd in fûle mar koarte striid en it die al gau bliken dat Joabs mannen it sterkst wiene. De feinten fan Abner flechten en doe't har oanfierder seach, dat de slach forlern wie, draefde er it fjild yn. Abner wie net bang, mar it hie gjin sin dat hy allinne stean bleau, nou't syn leger op 'e flecht wie; bûtendat moast er nedich wer nei Mahanaïm, hwant sûnder him koe Isboseth neat bigjinne.

Hy flechte allinne, de kant út nei de Jordaen, de lange spear mei de wrede punt yn 'e sterke fûst. Hy roun net al to hurd, hwant hy moast noch gâns in ein en Joab en syn mannen wiene noch sa fier net. Mar doe't er in moai ein fan Gibeon ôf wie, hearde er flugge fuotstappen achter him. Hy seach om; it wie Asahel, de jongste broer fan Joab en Abisaï. Och heden, gyng it him troch de holle, dy jonge... Hy woe net graech dat er Asahel deadzje moast, hwant Joab hie nou al in hekel oan him en dat soe der wis net better op wurde as er syn broer forsloech. En it soe dochs op in fjochtsjen gean moatte, hwant dy jongkeardel kaem mei it bleate swurd op him ta en it wie in forneamd hurdrinder. Hy soe him yn elk gefal earst warskôgje, al soe it wol net folle jaen. Sok jongfolk wie meastal eigenwiis.

Under it rinnen wei frege er: ‘Bistû dat, Asahel?’

‘Ik bin it’, sei de jongeman.

‘Nou dan, as it dy to dwaen is om de eare, of om myn útris, bigjin dan tsjin in oarenien en gryp dy oan en nim him de wapens ôf, mar lit my yn myn wêzen’.

Asahel lake. Dat mocht er wolle, Abner, dat er der sa maklik ôfkaem. ‘Ik moat jo hawwe’, sei er koppich. Hwat in eare soe it wêze as hy, jongkeardel, de greate Abner dellei. It wie dochs mar goed dat er him sa op it hurdrinnen útlein hie.

Noch ien kear bisocht Abner it yn goedens. ‘Jonge, wês nou wizer, hwant winne kinst it dochs net en as ik dy dea stek, hoe moat ik dan letter dyn broer Joab wer ûnder de eagen komme?’ Asahel sei neat werom. Dy Abner miende dat er him sa mar hawwe koe, mar dat soe er gewaer wurde. Heech tilde er it blinkend swurd en sette noch hurder ta. Abner draefde troch, mar Asahel helle him hurd yn. Noch in pear tellen, dan hie er him. Hwat in eare...

Hy fornaem net dat Abner skean oer it skouder seach en de spear stiif ûnder de earm naem; hy tocht der ek net om dat sok in spear ek oan it forkearde ein in punt hie; hy hie mar ien gedachte: de greate Abner soe falle troch syn hân. Hy roun noch hurder. Doe, ûnforwachts, bleau Abner stean. Asahel koe sa gau net ynhâlde en roun rjocht yn 'e spear; it wapen boarre troch syn lichem hinne. Hy stoar op datselde plak.

Abner roun troch. It muoide him, mar hy koe der ek neat oan dwaen. It wie oarloch en bûtendat hie er him noch warskôge. Mar Joab soe razend wêze. Spitich! Hwant hja wiene op it lêst fan itselde folk en dizze oarloch soe dochs wol ien kear ophâlde. Miskien dat hy letter ek noch wol ûnder David stean moast. Mei Isboseth soe it dochs wol noait hwat wurde kinne. Mar Joab soe noait wer goed op him wurde, dêr koe er him wol foar!

In skoft nei-tiid kamen Joab en syn mannen der ek lâns. De measten bleauwen by it lyk fan Asahel stean en klagen oer syn iere dea, mar de beide bruorren, Joab en Abisaï, jagen fierder. Skrieme, dat diene se letter wol, as de slach oer wie, mar nou wie it gjin tiid foar triennen, nou wie it de tiid om bloed to forjitten, bloed út wraek foar har deade broer. Mar hoe't hja ek tasetten, hja krigen Abner net. Earst doe't de sinne al ûnder wie seagen se him op in hege heuvel, dêr't er syn forsille soldaten byinoar rôp. It wie al to tsjuster om de heuvel to bistoarmjen; lang ear't hja boppe wéze koene, soe Abner al flechte wêze. Doe hearden se him roppen. ‘Sil it swurd dan ivich woedzje, jimme mannen fan David? Moat der noch mear bloed floeije fan

jim eigen folk?' It hie Joab syn doel west om sels de nachts de efterfolging troch to setten, mar nou't Abner der om frege, woe er wol ophâlde. Hy rôp syn mannen byinoar en dyselde nachts noch gyngen se op mars nei Hebron. De slach wie woun, mar Joab gyng mei it hert fol wrok tsjin Abner. Hjoed hie er him net krige, mar der kaem wer in dei. Sa't Abner syn broer stutsen hie, krekt sa soe hy him reitsje! It kaem net iens yn him op dat Asahel fallen wie yn 'e striid en dat er him net wreke mocht. Doe't er to Hebron kaem, stie syn bislût fêst: hy soe Abner deadzje.

Dyselde nacht noch triek Abner mei syn mannen nei de Jordaen. Dizze slach wie forlern, mar noch joech er de moed net op. Letter, nei't hja noch faker fochten hiene en Joab it altyd mar wer woun bigoun er der oer to tinken om nei David oer to rinnen...

Fredes-bloed

MISKIEN HIE ABNER DER dochs fuort net oer gear kommen om syn kening yn 'e steek to litten, mar krekt yn dy tiid krige er skeel mei Isboseth. By syn libben hie kening Saul in bywiif hawn, dy't Rizpa hiet en nou krige Abner sin oan dy jonge widdou en woe mei har trouwe. Isobeth foun it net goed; it joech gjin pas dat in man as Abner in keningsfrou troude; it bigoun der hast op to lykjen dat er sels kening wurde woe! Dêr sei er doe hwat fan en dat naem Abner him sa nei, dat er Isboseth de tsjinst opsei en iepenlik forklearre dat er to-nei foar David wurkje soe.

En dat die er doe ek. Hy stjûrde boaden nei David, dat er him helpe woe om alle stammen fan Israël ûnder syn biwâld to bringen en oft er genegen wie in forboun mei him oan to gean? David woe it fansels wol greach. As Abner him holp, dan soe er sûnder striid de oare stammen by syn ryk krije en dan koe er it weagje om de Filistinen oan to fallen. Mar nou't Abner graech mei him yn it boun woe, koe er him ek hwat freegje. Hy die birjocht werom: 'Ik bin ré om in forboun mei jo to sluten, mar bring my dan earst myn frou Michal wer, dy't yn jim gebiet wennet'. It hie David al dy lange jierren dat er yn it Suderlân swalke, tsjin west, dat Michal by in oare man wenne; hja wie earlik syn frou en hy hie om har to krijen syn libben weage. Nou wie de gelegenheit der en woe er har wer ha.

En sa kaem it dan dat op in goede dei Abner mei tweintich fan syn soldaten by Paltiël, de twadde man fan Michal kaem, en syn frou opeaske. Hja hiene noait bern hawn, dy beide minsken, mar doch hâldde Paltiël in bult fan Michal en it foel him swier har ôf to stean. Mar hwat joech it, dat er tsjin Abner ynlei en smeke om har hâlde to meijen? David hie sprutsen en sa't dy it sei, sa soe Abner dwaen. En sokke tiden joech er neat om in oar en tocht er allinne om him sels. Michal wie de priis dy't er bitelje moast om Davids gunst to wínnen - dy priis soe er jaen en dermei út. In hiel ein roun Paltiël achter de optocht oan, skriemend om syn frou, dy't er misse moast. Op it lêst krige Abner syn nocht. Dy fint mei syn geskriem, dy wie der neat to goed ta en gean mei oan Hebron ta. Hy bleau stean en seach de man forgrime oan. 'Jow dy ôf', sei er driigjend, 'gean werom! Of oars...!' En hy taestte nei de gurle dêr't syn dolk hong. Doe kearde Paltiël him ôf en gyng drôvich nei syn hûs; it like him leech en dea nou't er Michal miste.

Yn Hebron waerden Abner en syn mannen tige ûntfongen; de kening noege har oan syn tafel en Abner en hy waerden it iens. Abner naem op him om alle âldsten fan

Israël by David to bringen en dan wiene se ré om David as kening to setten oer alle tolve stammen. As greate freonen namen se ôfslkie en Abner gyng moedich op reis, it noarden yn.

Hy wie noch mar krekt de poarte út, doe't Joab en syn broer Abisaï thús kamen fan in kriichstocht. Joab wie razend, doe't er hearde hwat David dien hie. Lilk gyng er nei it keningshûs en sei: ‘Bigripe jo dan net, dat dy Abner in forrieder is en dat er net mei goede bidoelingen kommen is? Earst hat er Isboseth, de soan fan syn hear, kening makke en hjoed lit er him yn 'e steek; bigripe jo nou net, dat er moarn

oan 'e dei jo forriedt as it him sa útkomt?' Fuort út it paleis wei gyng Joab nei de poarte en stjûrde in boade achter Abner oan om him werom to heljen. Doe't Abner der oan kaem gyng er him glimkjend yn 'e mjitte en groete him freonlik. 'Ik haw heard dat jo ús helpe sille', sei er. 'Dat is moai, mar der binne in pear dingen dêr't ik jo nei freegje moat. Lit ús yn 'e poartegong gean, dêr is it rêstich en kin gjin ien ús hearre'.

Abner gyng sûnder euvelmoed mei. It foel him in hiel stik ta, dat Joab net lilk op him wie. Mar sadré't hja yn 'e tsjustere gong wiene, loek Joab syn mes en stiek Abner dea. Hy rekke him krekt op it plak dêr't Abner syn broer Asahel stutsen hie...

Doe't David it hearde wie er alhiel oerstjûr. Nou wie mei ien slach alles bidoarn, dat er mei sa folle soarch foarinoar brocht hie! Nou soene de oare stammen him fêst net ta kening útroppe. En dan, it wie sa'n gemiene moart. It wie wier, dat Abner Asahel slein hie, mar dat wie yn 'e oarloch! Dit wie in dea-slach yn folle fredes-tiid! Dit wie fredes-bloed foar oarlochsbloed en as er net oppaste, dan soe dizze bloedskuld op syn holle delkomme. It hiele folk moast it witte, dat Joab de skuldige wie en dat David der neat fan wist. Hy rôp syn tsjinners by him en spriek in swiere flok oer Joab út: 'It bloed fan Abner, de soan fan Ner, mei delkomme op Joabs holle en op syn heite sibbe; en it hûs fan Joab mei noait frij wêze fan ien dy't siik is, of dy't melaetsk is, en dy't op krukken springt en dy't falt troch it swurd en dy't krapte hat fan brea'.

Dyselde deis noch waerd Abner bigroeven en de kening sels roun mei achter de bier. Sels Joab, de moardner, moast mei op 'e bigraffenis en roukleije foar de deade út. Mar hy hie gjin birou. De dea fan Asahel wie soend mei bloed en foar it keninkryk wie it ek better, dat Abner dea wie; al it oare koe him neat skele.

Dy deis makke de kening in rou-liet foar Abner en oan de jouns ta iet en dronk er net. Doe murk it folk dat David gjin skuld hie oan 'e dea fan Abner. Mar Joab, de moardner, krige de dea-straf net, dy't er fortsjinne hie: David koe him net misse, krekt foar de greate striid mei de Filistinen, dy't nou gau komme moast. Jierren en jierren letter, doe't Joab al âld wie en griis, doe is de skuld fan dizze dei dochs noch op syn holle delkommen.

Doe't it birjocht fan Abners dea to Mahanaïm kaem, wist Isboseth him gjin rie mear. Abner hie him destiids kening makke en nou't dy der net mear wie, hie er gjin ien mear dêr't er op oan koe en dy't foar him stride koe. Hy fielde dat it dien wie mei syn keningsmacht; de iene dei of de oare soe it folk him forlitte en nei David oerrinne en dan soe er him oerjaen moatte of it lân útgean. Hy wist sels net hwat it bêste wie. Mar ear't it sa fier kaem, foel ek Isboseth, de soan fan Saul, troch moardnershannen...

It wie op in middei, doe't de sinne op it heechst wie, dat kening Isboseth lei to sliepen. Yn it keningshûs wie it stil; elk dy't it barre mocht, die syn middeissliep of makke it him maklik yn it skaed fan 'e hege muorren. Doe kamen der twa mânlju oan en gyngen stil it hûs fan 'e kening yn; hja rounen kalm, as hiene se neat yn it sin, de gongen troch en kamen yn it binnenhûs, dêr't oars allinne de hovelingen komme mochten. In inkelde tsjinner dy't har mette, groete har; hwant it wiene twa binde-lieders, Baëna en Rechab en elk koe sjen, dat hja weet helje soene foar har soldaten: hja hiene in sek by har.

Mar Baëna en Rechab hiene gâns oare gedachten as it iten foar har mannen: hja gyngen de sliepkeamer yn en stieken de sliepende kening dea en houden him de holle ôf. Doe treauwen se de holle yn 'e sek en rounen rêstich nei bûten, de broeiske strjitten troch, de poarte út, it fjild yn. Doe't hja feilich bûten de stêd wiene, setten se de pas der yn. Der wie haest by: as de slieperstiid oer wie, soene se yn Mahanaïm de deade kening fine en dan stjûrden se har fêst soldaten nei.

Dy hiele middei rounen se en der wie gjinien dy't har saende of maende; sels dy nachts reizgen se troch en de oare deis kamen se mei de keningsholle by de poarte fan Hebron. Hja fregen hwer't David wie en oft se him daliks sprekke mochten: hja brochten nijs út Mahanaïm. Doe't hja foar him stiene, bûgden se djip en seine: ‘Myn hear David, wy bringe jo goed nijs: Isboseth, de soan fan Saul, jins fijân, dy't jins siele socht, is dea; hjoed hat de Heare

wraek dien oer it hûs fan Saul en oer syn lêste soan. En dat jo fêst witte soene, dat it wier is hwat wy sizze sjoch, hjir is de holle fan Isboseth, dy't kening wie to Mahanaïm'.

Hja tochten net oars, de beide moardners, of David soe har tige priizgje en har boadelean jaen en har opnimme yn syn eigen leger. Mar doe't David de bluodrige holle seach, sprong er op, wyt fan lilkens. Tochten se nou wier, dy beide dogeneaten, dat er dit moai foun en dat er dizze leffe moart noch leanje soe? Goed, hja soene har lean hawwe, mar oars as Ihja tocht hiene!

'Sa wier as de Heare libbet, dy't my forlost hat út alle need: de man dy't my de boade brocht fan Sauls dea, haw ik to Siklach deade; dat wie it boade-lean dat er fan my krige. Mar hwat jim dien hawwe is folle slimmer, hwant jim hawwe in rjochtfeardich man yn syn hûs op syn bêd formoarde! Soe ik dan dit ûnskuldich bloed net fan jimme hannen easkje en jimme fan 'e ierde fordwaen?'

Doe kamen David syn feinten en sloegen de beide moardners dea en 'kappen har de hannen en fuotten ôf en hongen se op by de fiver to Hebron, dat elk mar sjen koe, hoe't kening David oer sokken tocht en dat hy gjin skuld hie oan dizze leffe moart. Mar de holle fan 'e deade kening namen se en bigroeven dy earbiedich yn it grêf fan Abner dat to Hebron wie.

Net lang nei de dea fan Isboseth kamen de âldsten fan alle stammen to Hebron en salven David ta kening oer Israël. It wie in greate dei yn Davids libben. Mear as sawn jier hie er to Hebron kening west, in kening by de graesje fan 'e Filistinen; nou wie er dan einlings hwat Samuël him tasein hie: kening fan hiele Israël, kening oer Gods eigen folk. Hy bigriep tige skoan dat de Filistinen dit net duldzje soene: hja woene Israël net ien ha en sterk. Mar hy bitroude op God, dy't him it keningskip biskikt hie, en yn 'e namme en 'e krêft des Heare doarst er de greate striid mei de fiif keningen oan.

In pear jier letter wiene de Filistinen forslein, it lân fan Israël wie foargoed frij en Achis, de kening fan Gath wie in fazal fan David.

'*Jeroesjalajim*'

DOE'T DAVID DE FILISTINEN forslein hie en foargoed oer de stammen hearske, koe er net yn Hebron bliuwe: it joech gjin pas dat de haedstêd fan it ryk sa fier nei it suden lei en sa echt in stêd-fan-Juda wie. Hy wist mar ien stêd yn hiele Israël dy't de haedstêd wurde koe: Jebus, op 'e grins fan Juda en de oare stammen. En it wie net allinne in tige sterke stêd, dat Jebus, mar ek fan âlds in hillich plak. Yn dyselde stêd wenne by âlds de kening Melchizédek, dy't in preester fan 'e Allerheechste wie en dy't Abraham seinge nei de striid tsjin 'e keningen en sels de heidenen wisten it wol, dat Jebus net sa mar in gewoane stêd wie, mar in hillich plak, dêr't de goaden deun by wiene. Dy stêd soe er de haedstêd meitsje fan Israël, de stêd fan God en dêr soe er de ark hinne bringe en en letter, as God it goed foun, soe er dêr in timpel bouwe. Der wie mar ien biswier: Jebus wie noch altyd in stêd fan 'e Kanaäniten en as er dêr wenje woe, soe er it earst ynnimme moatte. Mar hy leaude fêst, dat er de stêd wol oermasterje koe en dat God him de oerwinning jaen soe.

Mei opsetsin rôp er de mannen fan Juda en Israël net op om tsjin Jebus to striden. Dizze stêd mocht net by Juda hearre en ek net by Israël, it moast syn eigen wurde: de Davidsstêd. Dat hy heach der op út mei syn eîgen lytse leger, dat er altyd by him hie: Joab wie der by en de wylde Abisaï en al dy dryste keardels dy't mei him swalke hiene yn 'e steppen fan it Sûderlân en yn 'e bergen fan Juda. It wie net maklik om sa'n fêsting op 'e berch to nimmen, mar doe't de mannen fan Jebus har bispotten en rôpen dat hja der noait yn kamen, weage Joab mei in mannich mannen de oanfal. Troch in soarte fan tunnel slaggen se yn 'e stêd en bisetten in poarte en doe stoarme de hiele binde de strjitten yn. Sa namen se Jebus yn, mar de stêd sels sparren se en ek de biwenners dy't har oerjoegen, deaden se net.

Net lang nei dy greate oerwinning forhuze David nei de nije haedstêd. It wie foar Hebron in swiere slach; sawn jier hie it in drokke keningsstêd west en nou waerd it wer in forgetten stêd oan 'e rânne fan 'e toarre steppe en fier fan alles ôf. Mar it

foldie de kening bêst to Jebus en doe't alles hwat op regel wie, woe er alderearst de arke dêr hinne bringe. Earst moast de ark der wêze en it hiele folk der hinne gean to offerjen, ear't Jebus wurde koe hwat it wêze moast: de haedstêd fan it ryk en de stêd fan Israëls God.

De arke stie yn dy tiid noch altyd to Kirjath-Jeärim yn it hûs fan Abinadab, dêr't er hinne brocht wie nei de ramp to Beth-Semes. Salang't de Filistinen de macht hawn hiene, hie nimmen it weage om him nei in oar plak to bringen, mar nou't it lân alhiel frij wie, hoegde it dêr net mear om oer to gean. It wie fansels in oare frage, oft de Heare it goed fine soe. Oant nou ta stie de tabernakel noch altyd yn in oare stêd en nou soe David it weagje en bring de ark nei de nije haedstêd, dy't krekt to foaren noch heidensk wie. Der wiene minsken dy't soks net goedkrije koene en dy't bang wiene dat der wer in ramp op folgje soe.

David hie dat ek yn him om gean litten, mar hij leaude wol dat syn plan goed wie; de ark hearde yn 'e greatste stêd fan it lân en net yn it iene of oare lânstedtsje dêr't de fijân maklik komme koe as it oarloch waerd. Mar dêrom die er wol tige syn bêst om alles sa goed en sa earbiedich mûglik to dwaen: hy liet in nije wein meitsje en rôp in machtich leger op om de ark mei op to heljen en sels gyng er ek mei, yn in wite preester-mantel. Tige hoeden tilden de preesters de hillige kiste op 'e wein en Uzza en Ahia, de beide soannen fan Abinadab rounen elk oan in kant om op to passen dat der neat oan kaem. En dat mocht ek wol, hwant dy't de ark fan it iene plak nei it oare brocht, dy brocht de God fan Israël oer, dy't tusken de gouden ingelen wenne.

It wie in prachtich gesicht: foarop, yn lange rigen gyngen de wapene mannen en dêrefter, flak by de wein en de lûkende oksen, gyng de kening sels. Syn hert wie fol fan djippe tankberens. Dat hy dit nou dwaen mocht, dat hy nou kening wie fan dit blide folk! In mannich jierren lyn wie er in hoeder yn Bethlehem en weide er de keppel yn 'e steppe en nou wie er kening yn 'e stêd fan Jebus. Mar dizze dei woe er gjin kening wêze, hjoed hie er alle keningssier ôflein en roun er tusken syn feinten, in bliid en tankber bern. En sà blixd wie er om alles dat God him dien hie, om dizze gouden arke, dat er gjin wurden fine koe en dounsje en springe moast. En wylst de sterke oksen de wein oer de ûnsljochte wegen loeken, omheech by de bergen op, huppele kening David op it ritme fan 'e muzyk...

En doe, al ticht by Jeruzalem, stroffelen de oksen yn in kûle fan 'e wei; de wein hong skeef en de arke bigoun to gliden. Uzza seach it en waerd der kjel fan: Gods ark mocht dochs net falle yn 'e moude fan 'e wei? En hastich stiek er de hân út en pakte it gouden deksel beet. Tagelyk kaem it him yn it sin dat noait in sûndich minske oan 'e ark roere mocht en dat it op it strangst forbean wie. Mar doe wie it al to let: hy sloech foaroer tsjin 'e groun en stoar op datselde plak.

Mei ien slach wie alle wille oer; stil foel de blide musyk fan siters en harpen, fan trommen en simbalen; stil foelen al dy sjongende mûlen; stil stiene dy dounsjende fuotten. In deade! Mar dan wie it dus al wier, dat dy ark ûnheil oanbrocht! Dan krigen dy minsken dus al gelyk, dy't seine dat hjir in slach op komme moast! Dan skynde it dochs net goed yn des Heare eagen to wêzen dat er de ark nei Jebus brocht! Yn elk gefal koene se sa net fierder gean; hjir moast tiid oer forrinne en earst moast it bliken dwaen dat Gods grime bistille wie.

Fansels koe de arke hjir ek net bûten bliuwe; hy moast earne yn in hûs, mar gjin ien hie der rjocht sin oan. Doe joech David bifel en setten se him yn it hûs fan

Obed-Edom, in man út Gath, dy't yn it leger tsjinne. As der dan al hwat fan kaem, wie der oars neat wei as in Filistyn. Mar doe't de kening, in fearnsjier letter, ûndersyk dwaen liet, die it bliken, dat God it hûs fan de Filistyn yn alles seinge, sûnt er de ark by him hie. David wie tige bliid. Dan brocht de ark dus net altyd ûnheil lyk as it folk miende. Mar dan koe er him ek gerêst yn 'e stêd bringe, yn 'e tint dy't er der foar ornearre hie.

En wer rôp David syn mannen op en makken se alles ré ta de lêste, koarte reis. Dizze kear setten se de ark net mear op in wein, mar preesters droegen him, lyk as by âlds, earbiedich op it skouder. En elke kear, as hja seis stappen dien hiene, stie

de hiele optocht stil en offere David in kou en in keal. Hwant dizze bisûndere dei wie David preester, lyk as destiids dy oare kening, Melchizédek. En troch de smelle strjitten fan 'e keningsstêd gyng de blide muzyk fan tûzen trommels.

Út 'e huzen tommelen de bern nei bûten en seagen de optocht oan en de froulju kamen de strjitte op en klapten yn 'e hannen. Mar der wie ien, dy't net nei bûten gyng en net nei de fleurige optocht sjen woe: Michal, de dochter fan Saul, Davids earste frou. Michal hie it lûd fan de muzyk ek heard, mar doe't hja troch it finster seach, wie David dêr krekt ûnder en yn syn wite ûnderkleed dounse er foar de ark. It bloed fleach Michal nei de wangen en greatsk en lilk gyng se by it finster wei. Joech dat nou foech foar in kening? Dat hie se noait fan David tocht, dat er sa mar midden yn it folk de keningsmantel ôflizze soe en hosse mei syn feinten! Dan wie har heit destiids al in oare forskining, yn syn bûnte keningspronk, mei de gouden bân ûnder it donkere hier...

Doe't de ark yn 'e tint brocht wie, waerden op 'e nij in mannichte offers opdroegen en, lyk as it in preester foeget, seinge David it wachtsjende folk. Ta bislút krige doe elk in stik fleis, in koeke en in resinekoeke en dêrnei gyngen se allegearre nei hûs. It hie in dei west om noait wer to forjitten. Nou stie de ark yn 'e Davidsstêd, nou wenne God yn it formidden fan syn folk. Nou wie de wrede fijân it lân útdreaun en soene der jierren komme fan frede en lok. En hja founen it moai dat David de stêd in nije namme jown hie: net mear Jebus soe er hite, mar ‘Fredestêd’. In moaie namme, mar yn har tael klonk it noch folle moaijer en aloan moasten se him neame, dy namme dy't muzyk wie: ‘Jeroesjalajim.’

Nei it feest gyng David nei hûs. Dit forgeat er noait wer en noch tilde it hert him fan greate blidens. Mar doe't er yn 'e hûs gean woe, kaem Michal him al to-mjitte. Heech en greatsk bleau se foar him stean en doe't er har forheard oanseach, sei se mei snijende spot: ‘Hwat in eare hat Israels kening himsels oandien, dat er him foar de eagen fan de slavinnen fan syn feinten ûntbleate hat, sa't lichte lju har yn it iepenbier ûntbleatsje.’

It wie oft de kening in slach foar de holle krige. Bigriep syn eigen frou dan neat fan alles dat him sa bliid makke hie, sa wûndere bliíd, dat er it net sizze, allinne mar dounsje koe? Wie Michal dan sa heech en greatsk en forachte se de fromme minsken dêr't hy hjoed mei offere en tanke hie? Bigriep se der dan neat fan, dat er him net fornedere hie foar minsken, mar foar syn God de Heare? Wie it noch net moaijernôch, dat er alle dagen de Ihege strange kening wêze moast, en gunde se him net ien koarte dei, om bliid to wêzen mei de bliden en to dounsjen mei syn folk?

En doe forgeat er himsels suver en hy waerd ek bitter en sei tsjin Michal: ‘Foar it antlit des Heare dy't my útkard hat boppe jimme heit en boppe syn hiele hûs, ja foar des Heare antlit sil ik dounsje en springe. En ik sil my noch mear fornederje as niist en lyts wêze yn eigen eagen; en by de slavinnen, dêrstû it oer hiest, by dyselden sil ik ta myn eare komme!’

Michal sei neat mear werom. Mar tusken har en David is it noait wer sa wurden as yn it earst fan har trouwen. En noait hat Michal, de dochter fan Saul, bern hawn.

Flok oer it hûs fan Saul

IT BARDE YN DY TIID, YN DE LANNEN om Israël hinne, faek dat in nije kening de famylje fan syn foargonger útroege; trouwens, dy iene soan fan Gideon, dy't kening wie to Sichem, hie it ek al dien. De measte minsken tochten ek fêst dat David alles hwat der noch fan Saul oer wie, ek deadzje soe en hja founen it frjemd, doe't hja fornamen dat it alhiel syn doel net wie. David wist dat de Heare sels him it keningskip jown hie en dat God him ek sûnder bloed en moart wol in sterk ryk jaen koe. Bûtendat hie er Saul en Jonathan sward dat er 'har bern net deadzje soe as er ienris kening wurden wie. En sa kaem it dat de alderearste jierren, dat David to Jeruzalem regearre, de bern fan Saul yn frede wennen yn har heite stêd.

Mar lang duorre dat net. It wie oft der oer Sauls famylje in swiere flok hong en, alhiel bûten David syn skuld, rekken de sawn jongemannen op ien kear dea. Der

kaem hûngersneed yn it lân en trije jier oan-ien groeide der sa'n bytsje, dat it iten tige krap waerd en dat de earme minsken stoaren fan 'e honger. It barde wol faker dat de rein in jier weibleau en dat wie altyd in ramp, mar trije kear efterinoar, dat moast wol in bysûndere straf fan 'e Heare wêze. David liet de preesters de Heare bifreegje en hja brochten him it Godswurd: Saul hie yn syn dagen de Gibeoniten deade en de eed fan Jozua brutsen en om dy âlde bloedskuld kaem nou dizze ramp oer it lân. De preesters seine der by, dat sok in flok allinne soend wurde koe mei bloed. David woe it daliks wol leauwe: hy wie alhiel in man fan syn tiid en hy koe noch net witte dat allinne it bloed fan Jezus Kristus en net it bloed fan oare, skuldige, minsken in sûnde weinimme kin. De Gibeoniten, tocht him, wie ûnrjocht oandien, nou moasten de Gibeoniten ek sizze hwat der barre moast. Hy liet de âldsten fan har stam komme en sei dat hja sels mar forgoeding freegje moasten foar it leed dat Saul har oandien hie. Hja koene mar in fikse som freegje en de kening soe soargje dat it ta de lêste sikkel bitelle waerd.

Mar de Gibeoniten hiene hiel hwat oars yn 'e holle as in hege lospriis en hja seine rjochtút, dat it har net om goud of sulver en net om fé of lân to rêdden wie. Allinne mei bloed fan Sauls eigen bern koe dizze skuld fan Saul soend wurde. ‘Mar’, seine se, ‘de kening moat ús helpe, hwant wy hawwe it rjocht net om immen to deadzjen’. David koe der neat tsjin ynlizze; hy hie hope dat it mei jild of fé ôfkocht wurde koe, mar neffens rjocht en sede koene se bloed freegje. ‘Hwat miene jim dan dat ik dwaen moat?’ sei er.

De mannen fan Gibeon wisten mar al to goed, hwat hja woene; dat hiene se yn 'e poarte fan 'e stêd al ôfpraet meiïnoar. Hja wiene de forfolging fan Saul noch net forgetten en noch, nei sa folle jierren, koene se syn namme net útstean. En fol grime seine se: ‘De man dy't ús fordien hat en fan doel wie ús út to roegjen, dat wy net langer bistean soene yn it lân fan Israël, lit ús sawn fan syn soannen jown wurde, dat wy se de Heare ophingje to Gibeä, op 'e berch des Heare!’

David doarst it har net to wegerjen; hysels soe Sauls soannen net deade hawwe, mar dit wie hwat oars: de skuld moast útsoend wurde, dat it hongerjend folk wer brea ha mocht. ‘Ik sil se jaen’, sei er earnstich. Doe teagen syn soldaten der op út en hellen twa soannen op fan Sauls byfrou Rispa en fiif greate soannen fan Sauls âldste dochter Mearab en brochten se nei de Gibeoniten. Oan sawn peallen kamen se to hingjen, op in hege berch...

It wie om Peaske hinne, dat dy sawn mannen stoaren, mar de liken mochten net earder bigroeven wurde, as earst moast der rein op 'e ierde falle. En reine koe it noait earder as yn 'e iere hjerst, de tiid fan 'e lette rein, dat de hiele gleone simmer soene se dêr hingje as in teken fan skuld en flok. En as de rein ien kear foel, dan hoegden se fêst gjin bigraffenis mear: by dy tiid hiene de fûgels en de wylde dieren se lang al forskuord. Gjin bigraffenis, dat founen de minsken yn dy tiid forskriklik, hwant dan krigen se ek nei 'har forstjerren, yn it deade-ryk, gjin rêst.

Dat tocht ek Rispa, de mem fan twa fan 'e sawn deaden en hja koe it net fordrage, dat har beide jonges dêr hingje soene foar de wylde gieren. Hja koe de liken net fan 'e peal ôf helje en dat mocht ek net, mar de beesten soene har bern net hawwe, dêr soe se sels op passe. En mei in greate swarte rou-mantel om, gyng se de berch op en by de sawn deaden spande se fan dat kleed in lytse tint en sa hâldde se de deade-wacht. It wie in freeslik gesicht, mar hja wie in dappere frou en doe't de roppige fûgels

delstrieken op 'e rots, swaeide se har stôk en jage se fuort. Se kamen altyd wer, mar elke kear wie dy trouwe mem op har post; al bretaelder waerden se en soms sûzen de machtige wjokken lyk by har lâns, mar hja joech noait belies en wykte gjin stap. Sa gyng dat deis, fan dat de sinne opgyng, oan 't jountiid ta, en dan hie se noch gjin rêst, hwant dan moast se in fjûr stoke om 'e wylde dieren to kearen, dy't út 'e bosken kamen en de liken rûkten. En as hja hwat risseljen hearde, yn it donker, dan sprong se oerein en swaeide de kneppel en skreaude sa, dat de wylde bisten kjel waerden en flechten. Wiken oan-ien gyng dat sa; hja waerd meager en de swarte eagen stiene hol yn har smel gesicht, mar hja hâldde oan 'e ein ta út. Hja skriemde net mear; hja hie mar ien gedachte: dy fûgels dy't dêr sirkelen foar de blauwe loft

soene net oan har jonges komme. Hja tocht ek nearne oars mear oan: hja forgeat alles om har hinne om dat iene, dat har alhiel yn 'e macht hie. As har iten brocht waerd, dan iet se en as it wei-bleau wie it har ek goed; alles koe se drage: honger en toarst, de knipende kjeld yn 'e nacht en ek de skroeijende hjitte fan 'e middei, hwant it gyng om har bern. En al dy wiken kaem der noait in fûgel oan 'e liken en noait in slûpend dier.

Doe waerd it hjerst en donkere wolken dreauwen oan út it westen wei en de rein rûze del: God erbarme him oer syn hongerjend folk. En doe koene de sawn deaden dan einlings bigroeven wurde: Rispa har lange wacht wie oer. Ek kening David hie heard hwat dizze trouwe mem dien hie en hy joech bifel dat it biente fan Saul en syn soannen opbrocht wurde moast út Jabes yn Gilead en dat hja allegearre biïerdige wurde moasten yn it famyljegrêf fan Kis yn 'e stêd fan Gibeä. En sa is it doe bard: yn it grêf rêstten se meiïnoar, de deade kening, de fiif soannen en de fiif bernsbern.

En it like wol oft nou de flok foargoed weinommen wie fan it hûs fan Saul. Der wie noch ien soan oer fan Jonathan, in man dy't Mefiboseth hiet en dy hie sels al wer in jonkje, in lytse Micha. David hie destiids oan Jonathan biloofd dat er goed foar syn bern wêze soe: nou, nei de wrede dea fan dizze sawn, woe er syn wurd oan Jonathan wier meitsje. Hy liet Mefiboseth, dy't net rinne koe om't er hwat oan 'e fuotten hie - in tsjinstfaem hie him as jonkje falle litten op 'e flecht foar de Filistinen - by him komme en sei dat er fuortoan yn it keningshûs wenje mocht en fan 'e kening syn tafel ite. Fierder krige er al it lân wer dat fan Saul syn famylje west hie en dat David yn bislach nommen hie; syn tsjinner Siba, dy't in hiele rige soannen en tweintich slaven hie, koe it foar him biwurkje. Mefiboseth wie tige bliid. Hy wie al bang dat de kening him ek noch deadzje soe, de iene dei of de oare, en nou kaem er ynpleats ta eare yn it keningshûs. Hy bûgde djip en sei: ‘Hwat bin ik, jins slaef, dochs, dat jo omsjoen hawwe nei sok in deade houn as ik bin?’

Mefiboseth hat noch lange jierren syn plak hawn yn it hûs fan David en syn soan Micha is letter troud en hat fikse soannen krige. De lampe fan Saul en Jonathan is dochs net dwêst yn Israël en de flok oer Saul en syn hûs hat net altyd duorre.

Hwant God de Heare is in strang en rjochtfeardich rjochter, mar syn grime baernt net altyd troch en Hy is ek barmhertich.

De faeije stêd

NEI DE RAMP FAN 'E HONGERSneed en de dea fan Sauls bern, lôge de grime des Heare wer tsjin Israël op om 'e sûnde fan it folk en fan har kening. It wie yn in tiid dat David de fijannen fan syn folk forslein en de grinzen fan syn lân in hiel ein útlein hie. Hy hie tsjin de Filistinen fochten, mar letter ek noch tsjin Moab en Ammon en de Arameërs en altyd woun er it en al dy folken bitellen him skatting en tsjinnen him. Israël wie in sterk en machtich folk wurden en doe waerd David greatsk en woe noch mear oarlogje en syn gebiet noch greater meitsje. Hy makke plannen om noch mear soldaten op to roppen en tsjin noch greater folken to striden en dêrom woe er alderearst in folkstelling hâlde. Hy woe krekt witte hoefolle man er yn it fjild bringe koe en hoefolle wapens der komme moasten en hwat elk folk noch mear oan lêsten opbringe moast.

Dat hy liet Joab roppe en sei tsjin him: ‘Ik wol krekt witte hoefolle soldaten ik oproppe kin as it wer oarloch wurdt en dêrom moatte jim hinne gean, dû en dyn offisieren en hiele Israël trochkruse fan noard nei súd en alle mânlju telle dy't it swurd drage kinne.’

David hie fêst tocht dat it krekt hwat foar Joab wie; hy wist dat er graech oer oarlogjen mocht en dat er der alles foar oer hie om it ryk fan Israël great en sterk to meitsjen. Dizze kear lykwols wie Joab it net mei de kening iens en, lyk as er wend wie, sei er it ek rjochtút. Sok in folkstelling koe ommers noait goeds fan komme. God seinget in folk en makket it machtich, mar dan jowt it gjin foech en bigjin to siferjen en nei to tellen, hoefolle 't Er krekt jown hat. Hwa't al to krekt boek-

hâldt fan hwat er hat, dy kin der mar fêst op rekkenje dat er it wer kwyt rekket. Sa tocht Joab der oer en dêrom wie er op dy telling tsjin. Hwat joegen lange listen mei nammen en sifers as God in pleach stjûrde en de mannen wei-naem? 'De Heare God', sei er, 'mei jo noch hûndert kear sa folle folk jaen en mynhear de kening mei der syn niget oan sjen, mar it plan is nèt go'ed.' Mar David woe net nei Joabs rie harkje en stjûrde him der dochs op út. Wegerje koe Joab net, hy wie op it lêst in tsjinner en moast dwaen hwat him oplein wie. Mei syn mannen teach er op reis en yn alle stêdden en doarpen rôpen se de mânlju byinoar en skreauwen se it tal op en sa swalken se hiel it lân troch, fan it uterste noarden oan it fiere suden ta. Nei njoggen moanne en tweintich dagen wiene se wer yn Jeruzalem en Ieine se David de listen foar: achthûndert tûzen man yn Israël en fiifhûndert tûzen yn Juda. Op eigen ban en boet hie Joab Benjamin mar net teld, dat wie de âlde stam fan Saul en dy fortroude er net yn it leger; as David dêr lilk om wie, dan koe hy der ek neat oan dwaen, mar dy stam telde er net. It wie sa al slimmernôch en de straf soe wis net ûtbliuwe. Mar kening David wie net lilk! Yn dy moannen dat Joab fuort wie en binammen de lêste wiken, hie er gâns oer al dy dingen neitocht en nou seach er wol yn dat er in great kwea dien hie. Net allinne hwat Joab sein hie, dat hjir in slach op komme moast, teach er him oan, mar syn sûnde wie dat er greatsk west hie en dat er noch mear oarlogje woe en noch mear lannen ûnder syn skepter twinge. Nou seach er wol yn dat God him net op 'e troan set hie om in great, ierdsk ryk to bouwen en om oare folken ungelokkich to meitsjen en om streamen bloed to forjitten - né, Israël moast in foarbyld foar de folken wêze en it moast Gods wet biwarje en Him hulde dwaen. Hy mocht de fijannen slaen dy't de hân útstieken nei Gods folk, mar hy mocht net sels in rôver wurde, dy't oare folken sûnder reden oanfoel. Ienkear hie er tsjin Michal sein: '...ik sil my noch mear fornederje' en ynpleats wie er nou greatsk wurden en woe er noch greater lân hawwe en noch mear eare en boppe alles: macht. 'Heare', bea er dy jouns ear't er him deljoech, 'och Heare, forjow de skuld fan jins tsjinstfeint nou dochs, hwant ik haw my swier bisûndige'. Doe joech er him del en hy hope mar, dat de Heare de nachts by him komme mocht om to sizzen, dat syn kwea forjown wie.

Ynpleats kaem de oare moarns de profeet Gad mei in boadskip fan Godsels. Earnstich stie syn gesicht, doe't er sei: 'Trije straffen stelt God jo út; kies dêr ien fan, en dat sil Er jo dwaen. Hwat wolle jo? Sil der sawn jier hongersneed komme oer dit lân, of sille de fijannen trije moanne oer jimme hearskje, of sil it trije dagen pest yn Israël wêze?'

Biskamme bûgde David de holle. Hoe soe er nou sels kieze kinne út dizze trije rampen? Pest, dan stoaren de minsken sa mar wei en de iene stiek de oare oan. En honger, dat moasten altyd de earmsten bilije. Mar yn 'e macht fan 'e fijannen dat wie noch it slimste. Honger en pest, dat die de Heare jin oan, mar de fijân dy wist fan gjin ophâlden. En hy tocht oan 'e tiid doe't er to Siklach wenne en de doarpen fan 'e Amalekiten útmoarde oant de lêste man en de lêste frou. En sa soene de heidenen dan woedzje yn it eigen lân. 'Ik bin bang,' sei er, 'en doar net kieze. Honger of pest, de Heare moat it sels mar witte, mar lit ús net yn 'e macht fan 'e minsken falle.' Syn hert bounze, doe't er de profeet fuort gean seach. Syn earm folk!

Net lang dêrnei briek de pest út yn it lân fan Israël. Út alle stammen, út stêdden en doarpen, út it berchlân fan Juda en út 'e fiere flakten, kamen de boaden to Jeruzalem en forhellen fan soune, sterke keardels, dy't delfoelen op it fjild, fan froulju dy't ûnder

it wurk siik waerden, fan bern dy't stoaren op memme skurte, fan liken dy't op 'e strjitten leine, om't gjin ien de moed hie om se to bigraven. En elke kear as in nije ûnheilsboade kaem, kromp David yninoar fan fûl fortriet. It wie om syn skuld, dat al dy minsken stjerre moasten, om syn greatskens, om syn langst nei macht en gloarje.

Yn 'e stêd Jeruzalem wie de pleach noch net útbrutsen, mar de trije dagen wiene noch net om en it koe elke ûre bigjinne! De kening gyng op it dak fan syn hûs en seach út oer de wite huzen. Noch lei de keningsstêd dêr frédich ûnder de strieljende sinne, noch boarten de bern yn 'e smelle stegen, mar hwa wit soene se joun al net

yn it tsjustere grêf lizze, of skrieme om in deade mem? Nou woech de swiere middeisstilte noch oer Jeruzalem, mar miskien soe mei in ûre de stêd fol wêze fan wé-gerop! En doe ynienen stie er stil en it wie as soe er it bistjerre: boppe de stêd, foar de blauwe simmerloft, seach er in ingel, dy't de hân driigjend útstiek oer dy sé fan huzen. Nou kaem it oardiel ek oer de Davidsstêd, oer Jeroesjalajim, de stêd fan 'e frede. Mar it mocht net en yn syn djip birou stiek er de hannen op en smeke ‘Sjoch Heare, ik, ik haw sunde dien, mar ihwerom moatte dizze earme skiep it bilije? Lit jins hân dochs tsjin my wêze en tsjin ús heite hûs!’ Sa'n man wie David: in kening dy't greate sûnden die en de flok oer syn folk helle, mar ek in kening dy't birou hie oer syn kwea en dy't pleite foar syn earm folk, as in heit foar syn bern. Doe forhearde de Heare it bidden fan syn feint en Hy gebea de deadsingel: ‘It is genôch, tsjoch nou dyn hân werom!’ En yn Jeruzalem is de pleach net kommen.

Dyselde deis kaem de profeet Gad jitris by David en sei: ‘Gean hinne, rjochtsje de Heare in alter op, op 'e terskflier fan Arauna, de Jebusyt.’ David teach der daliks hinne, hy en syn fjouwer soannen, en hja troffen Arauna wylst er oan it terskjen wie. Hy groete de hege gasten earbiedich en David frege oft er de terskflier net keapje koe om de Heare in alter to bouwen. De Jebusyt wist hoe't it hearde en mei in djippe bûging sei er: ‘Mynhear de kening hoecht neat to keapjen; hy kin de terskflier krije en de kij ta it offer, en de tersksliden en it houten jûk ta offer-hout.’ Kening David woe der net fan hearre: hy woe de Heare gjin offers bringe op in oar syn kosten! Fyftich sulversikkels bitelle er foar alles en doe offere er brânoffers en tankoffers en de pleach hâldde op yn hiele Israël.

Doe't de deaden teld wiene, die it bliken dat sa'n tweintich tûzen man stoarn wienen yn it hiele lân, mar dêr wiene dan de froulju en de bern bûten; al dy tûzenen koene se mar skrasse op Joab,s lange listen. Sa krige David de straf foar syn kwea, en sa kastijde de Heare tagelyk syn sûndich folk. Mar sa waerd David ek hwat er wêze moast: de kening, mar ek de foarbidder fan syn folk, de hearsker, mar ek in hoeder fan Israëls bern.

Letter, doe't de kening alle greatske plannen fan oarloch en oarlochsrom al lang út 'e holle setten hie, sei er tsjin 'e profeet Nathan: ‘Sjoch, ik wenje yn in sederhouten hûs en Gods arke hâldt noch altyd ta yn in linnen tinte; hwat tinke jo, soe it net goed wêze dat ik de Heare in timpel bou to Jeruzalem?’ It like de profeet goed ta, mar de oare deis wie er der al wer. Dy nachts hie er in Godswurd krige en hie de Heare him sein, dat David gjin timpel bouwe mocht.

It wie tige goed, dat er it dwaen woe, mar hy hie to folle oarloggen fierd en to folle bloed forgetten om sok in hillich bouwurk to setten. Mar God soe him in soan jaen, dy soe in frede-foarst wêze en dy soe letter de Heare in timpel bouwe. It spiet David wol, dat er it sels net dwaen mocht, mar it wie ek in great ding to witten dat ien kear in soan fan sines dit fromme wurk ta in ein bringe soe. Ek as hy der net mear wie, soe God de Heare weitsje oer syn bern en oer syn folk.

De frou fan Uria

LANGE JIERREN HIE DAVID AL kening west en it wie foar Israël in tiid fan greate bloei. It folk seach heech by him op, mar ek de Heare seinge him en joech him hwat syn hert bigearde: macht, en in sterk ryk en de romte fan goud en sulver, froulju en soune bern. En doe op in kear die dy selde fromme David, de man nei Gods hert, in

sûnde, sa great en sa grouwélich, dat hiel it folk der skande fan spriek en dat der in hiele rige rampen út fuortkaem foar him en syn hûs; in sûnde dy't men net leauwe soe fan sok in great man, as it net yn 'e Bibel stien hie...

It wie op in middei yn it bigjin fan 'e simmer en de tiid fan 'e dei dat yn it Easten alle wurk stilleit en alle minsken slûgje. Ek David hie op bêd west, mar hy koe net sliepe: it wie to near tusken de hege muorren fan it keningshûs en hy hie ek to folle soargen oan 'e holle. It wie oarloch en it leger en Joab wiene yn it lân fan Ammon en bilegeren de haedstêd Rabba. Hy tocht

‘*...hwerom moatte dizze earme skiep it bilije?*’

dat hja dy stêd nou hast wol ris hawwe koene en soms tocht er, dat er better sels mei gean kinnen hie; faeks dat it dan flugger gyng. Mar hy hie oars ek al genôch ôffochten yn syn libben en Joab wie sok wurk skoan tabitroud.

Hy gyng nei boppen en klom op it platte dak fan syn paleis; miskien dat it dêr hwat koelder wie as yn syn neare keamer. It dak wie heech en hy seach op 'e huzen del en op 'e pleinen tusken de bline bûtenmuorren. Doe ynienen seach er tichteby in frou, dy't op it binnenplein fan har hûs oan it waskjen wie. Hja hie gjin klean oan, hwant fan 'e strjitte ôf koe gjin ien har sjen en hwa soe tinke, dat fan it keningsdak ôf in man har biloere soe?

Daliks doe't David har seach krige er sin oan har. Hy hie froulju genôch: Michal, de dochter fan Saul, en Ahinoam út Jizreël en Abigaïl, dy't mei Nabal troud west hie, mar dizze wie jonger en moaijer. Hy koe it net litte om nei har to sjen, hoewol't er wist dat it net mocht. ‘Dû silst net bigeare dyn neiste syn frou’, stie der yn 'e wet fan Mozes en it stie der net allinne foar gewoane minsken, mar ek foar keningen; it stie der ek foar David! Mar hy woe net oan wetten tinke nou, hy woe dy frou hawwe, dy't er net koe en dy't fan in oare man wie. Hy wie op it lêst de kening en alles dat in folk hat, mocht in kening nimme: huzen en fé, lân en ek, as er woe, de froulju fan syn feinten.

Sa gyng it to-minsten yn heidenske Iannen, dêr't de kening as in soarte fan god foreare waerd, mar sa mocht it net yn Israël. Yn Israël wie de kening gjin god, dêr wie er net mear as in tsjinstfeint fan 'e Heare en hy mocht net dwaen hwat tsjin 'e Wet yn gie. Mar David, hoewol't er dat allegearre wist, woe der net oan tinke; hy woe dy frou hawwe en al it oare sette er fan him ôf. Hy gyng nei ûnderen en frege syn feinten hwa't dy frou wêze koe. Hja leine him út dat it Bathséba wêze moast, de frou fan in offisier, Uria de Hethyt, en de pakesizzer fan Ahia, ien fan Davids riedshearen. En sels doe't er dat wist, woe David har net opjaen. It koe him neat skele dat er ien fan syn eigen offisieren ûngelokkich makke, dat er Ahia syn famylje to skande makke: hy wist mar ien ding, dat er noait wer rêst ha soe, as er dy frou net naem. Dyselde jouns noch liet er har helje en dy nacht bleau se oer yn it paleis: de oare moarns brochten se har wer thús en gjin-ien fan 'e buorlju hie har mist. Bathséba skriemde net, doe't hja wer yn har eigen hûs wie: miskien foun se it net iens sa slim dat de kening har nommen hie; har eigen man wie ommers dochs hast altyd fuort! En wie it gjin hege eare, dat fan alle froulju yn Jeruzalem, de kening allinne mar sin hie oan har?

It bleau net by dy iene kear en al faker liet David har helje út har hûs. Al syn oare froulju joech er neat mear om en it wie as bistie allinne dizze mar foar him. Soms tocht er noch wol, dat it gemien wie, hwat er die en dat it ophâlde moast. Uria wie ien fan syn trouste tsjinners en wylst dy yn it fiere lân syn libben weage tsjin 'e Ammoniten, ûntstiel syn kening him syn frou. Mar hy koe Bathséba net mear misse; hy woe har ta frou ha, net to-mûk op in tsjustere joun, mar iepenlik en foargoed. As er doarst hie, dan hie er se noait wer gean litten, mar dat koe net, dan kaem der praet fan yn Jeruzalem. En dy't de frou fan in oare man naem, dy wie de dea skuldich...

Op in kear die Bathséba de boade: ‘Sa kin it net langer; ik tink dat wy skielk in bern krije, jo en ik, en dan sil alles útkomme. En hwat sil myn man dan sizze as er thúskomt? Dat de kening moat rie skaffe en sizze hoe't it moat!’

David waerd kjel, doe't er dat boadskip krige. Dit wie net bêst. Hoe koe er noch kening bliuwe, as alle man yn Jeruzalem fan syn swiere sûnde wist? Hoe koe er rjocht

sprekke, as er sels de wet oertrêdde? Né, it mocht net buorkundich wurde hwat der bard wie yn it paleis. Gjin ien yn Jeruzalem mocht oait witte dat it bern fan Bathséba ek syn bern wie. Hy moast rie skaffe, hie Bathséba sein. Mar hoe? En tagelyk kaem der him hwat yn it sin! Uria moast thûs komme en wer by syn frou sliepe; dan soe gjin ien yn Jeruzalem fornimme, dat der hwat bysûnders bard wie en letter, as Bathséba al in bern krige, dan soe elken-ien tinke dat it in bern fan har en Uria wie. En as der alris hwat fan praet waerd, dat Bathséba yn it paleis west hie - hwant der wiene tofolle fan syn tsjinners dy't it wisten en dy hiene wer kunde yn 'e stêd - dan soene sokke praetsjes fansels wer bikomme as Uria thús en alles wer gewoan

wie: Uria de Hethyt moast komme en nei syn eigen hûs gean en dan kraeide der gjin hoanne nei. Hjoed soe er Joab noch skriuwe en in hurdrinder moast mei it brief nei Rabba.

In wike letter stie Uria foar syn kening. Hy koe him net bigripe hwat er hjir dwaen moast yn it paleis; hy wie in soldaet en gjin hoveling en hy hearde by syn soldaten, fier yn it lân fan Ammon. Doe bigoun de kening him út to freegjen, hoe't it der foar stie mei de oarloch en oft hja Rabba nou noch noait nommen hiene. Uria fortelde alles dat er wist en wylst er syn forhael die, tocht er noch: Hwat wol de kening mei my? As er oarlochsnijs hearre woe, dan koe er dochs in boade komme litte? Soks hellet men dochs gjin offisier om út syn wurk, as elke dei de greate slach wêze kin? Mar it foege him net om de kening rekkenskip to freegjen...

Doe hearde er David sizzen: ‘Ik bin bliid dat ik fan alles wer wit; gean nou nei hûs Uria en nim dyn gemak der fan en dan stjûr ik dy moarn miskien wer nei it leger.’ De kening glimke freonlik. Mar doe't Uria bûten de keamer wie en doe't er syn swiere stappen net mear hearde, glimke er net mear. It hie net noflik west, dit petear mei de man, dy't er sa'n great ûnrjocht oandien hie; it wie net maklik om yn dy trouwe, earlike eagen to sjen en jin neat skine to litten. As Uria nou mar nei hûs gyng en as Bathséba him mar goed ûntfong! Miskien wie it wol goed, dat er har hwat bringe liet, dan koene se in fleurige joun togearre ha! En fuort nei't Uria by David wei gien wie, teach de kok fan it paleis mei in pear feinten nei syn hûs en brocht Bathséba brea en fleis en de romte fan goede wyn. It wie fan 'e kening, seinen se, en har man wie ûnderweis nei har ta. Hja moasten it der mar fan nimme, joun! Lang wachte Bathséba dy jouns op har man, mar al hwa't kaem, Uria net. Har hert kloppe. Hwer bleau er nou en werom kaem er net by har? Hie er hwat heard fan ien fan 'e hovelingen en wie er nou lilk op har? O, en hy mocht it net witte, it mocht net! Doe't it nacht waerd, burch se it feestmiel op; hja koe it net troch de kiel krije. It koe har neat skele dat Uria net by har wie, hja hâldde net mear fan him, nou't David har ta syn frou nommen hie, mar hja wie sa bang, dat it útkomme soe. En wylst Bathséba siet to wachtsjen yn har iensum hûs, lei Uria al lang to sliepen op 'e flier fan 'e wacht, by de poarte fan it paleis. Yn it lân fan Ammon leine syn soldaten oer de hurde groun, dan paste it har offisier net om nei hûs to gean en op in bêd to sliepen. En nei sa'n bloedige mars sliepte it ek goed tusken de wachtsoldaten op in planken flier...

De oare moarns hearde David dat Uria net thús west hie en liet er him roppe. ‘Hwerom bistû net nei hûs gien om út to rêsten fan 'e lange reis?’ Uria seach de kening oan. It wie oft syn donkere eagen fregen: Hwat wolle jo mei my? As ik myn soldateplicht doch by dei, mei ik dan sels net witte hwêr't ik sliepe wol? Hwat woe de kening dochs? Wie der hwat, dat hy net witte mocht en dat him dochs oangyng? Doe sei er: ‘De arke en it leger hâlde ta yn tinten en Joab en syn mannen sliepe oer de keale groun, en soe ik dan nei hûs gean om to iten en to drinken en to sliepen by de frou? Sa wier as jo libje en jins siele libbet, o kening, dat doch ik net.’

David doarst der net tsjin yn to lizzen. Koart sei er: ‘Bliuw hjoed ek noch en gean moarn op mars!’ Forgrime bleau er sitten, doe't Uria fuort gyng. Nou hie er it noch minder makke, dy koppige Hethyt, hwant nou soene de minsken sizze: Der is hwat mei Uria en syn frou, hwant de kening hat him nei hûs ta stjûrd, mar hy woe net nei

har ta. Nou kaem alles tominsten út! Hy soe it noch ien kear mei him bisykje en oars...

Dy middeis bea er Uria by him to iten en hy soarge der foar, dat er mear sterke wyn krige as er fordrage koe. Doe 't er, tsjin 'e joun, oereingyng en wer fuort soe, wie er dronken. Stuitlich roun er troch de brede gongen fan it keningshûs. De holle wie him swier; hy koe net goed mear tinke. De kening hie hwat mei him foar... Hy wist net mear hwat... It wie alles sa trochinoar... Joab... syn maten... Bathséba... Mar hy koe net nei hûs... De oarloch wie noch net oer... Hie er in eed dien?... Net nei hûs... Dêr wie de wacht; de doar stie iepen; der wie plak genôch! Swier liet er him falle oer de hurde flier. Mei de holle op 'e earm foel er yn 'e sliep.

De oare moarns bitiid hearde David it wer.

Hy waerd wyt fan lilkens. Hy hie it der om dien, dy dronken Hethyt, mar dan wist kening David noch oare wegen! Hy woe net nei hûs?... Goed, dan soe er yn der ivichheit net wer nei hûs ta! Hy woe net nei Bathséba?... Dan soe er syn frou net wer sjen! O, hy hate him, dy Hethyt mei syn donkere, baemende eagen; hy hate him om't er de man fan Bathséba wie, om't er syn plannen yn 'e war stjûrde, om't er better wie as hysels. Nou soe er stjerre en gjin ien soe witte dat hy, David, it dien bie; oars gjin-ien as Joab en dy forklapte it netl

Yn syn binnenkeamer, dêr't gjin-ien him steure mocht, skreau er in brief oan Joab. Der spile in wrede glim om syn mûle, doe't er de letters kraste yn it weake waechs. ‘Set Uria de Hethyt foaroan yn it fûlst fan 'e striid en gean dan tobek, achter him wei, dat de fijân him slacht en hy stjert’. En as wie dy deadsbrief noch net moaijernôch, liet er Uria komme en glimke freonlik en sei: ‘Gean op mars nei Rabba, groetsje dyn hear fan my en jow him dit.’ It brief wie forsegele mei de keningsring, dat oars gjin ien as Joab it lêze soe.

Hy skamme him net mear, kening David, en it bigreate him net doe't er Uria gean seach op syn lêste reis. Noait soe dy Hethyt him wer sa forwitend oansjen, noait soe er wer sliepe by de wachtsoldaten - en noait wer by Bathséba! Sok ding, dêr wist Joab wol rie op. En as Uria ien kear dea wie dan stie der him neat mear yn 'e wei, dan koe er Bathséba helje litte en soe se altyd syn frou wêze.

Dy hiele wike wachte er op 'e boade, dy't komme moast mei it deadsbirjocht...

En dit wie nou deselde David dy't dounse foar de ark en dy't de Heare in timpel bouwe woe en dy't bidde koe foar syn folk. Sa djip kin in minske falle, ek al is er in bern fan God en al hat er de Heare leaf...

Doe't de boade kaem út it lân fan Ammon, wurch fan 'e lange reis en swart fan swit en moude, brochten se him daliks by David yn 'e keamer. Joab hie him goed oplein hwat er sizze moast en hy die syn forhael tige libben en krekt. ‘...Dat dy Ammoniten diene in útfal en teagen tsjin ús to fjilde, mar wy sloegen se to-bek oan 'e poartedoar ta; doe skeaten lykwols de bôgeskutters op ús, fan 'e hege muorre ôf, dat der in mannich fan ús foelen. En jins feint, Uria de Hethyt, is ek dea!’

Fan in wylde, ûnhillige blydskip bounze Davids hert. Uria wie dea! Nou wie Bathséba foar him en gjin-ien koe der mear hwat fan sizze. Mar hy liet him syn blidens net skine en syn antlit stie koel, doe't er sei: ‘Ja, sa giet it yn 'e striid: hjoed falt de iene en moarn de oare; siz tsjin dyn hear Joab, dat ik alhiel net lilk bin en dat er syn bêst mar dwaen moat.’

Sawn dagen roude Bathséba oer har deade man, doe teach se de pronk wer oan en waerd de frou fan David. Mar dizze roppende sûnde waerd bikend yn Jeruzalem en troch it hiele lân en al it folk spriek der skande fan. Der wiene minsken dy't seine: ‘As dit sa mar kin, as in kening sokke dingen dwaen kin, dan is der gjin rjocht mear yn it lân fan Israël. As der in God yn 'e himel is, dy't it kwea op 'e ierde sjocht, dan moat Er David deadzje...’ Mar it like wol oft de Heare yn 'e himel it net sjoen hie en oft dizze swiere bloedskuld, in donkere, driigjende wolk, foar altyd hingje soe boppe it ûntwijde lân.

In hiel skoft letter waerd it bern fan Bathséba berne, mar by dy tiid waerd Uria's namme net iens folle mear neamd. En yn Jeruzalem, de Frede-stêd, regearre David en alles gyng syn âlde, biwende gong. En op 'e rjochtsdagen siet kening David op

syn hege stoel en spriek rjocht oer goeden en tsjoeden en strafte it kwea mei de strange hân.

De minsken seagen der suver gjin niget mear oan.

Mar al dy tiid koe David net bidde en it like wol as soe it mei him de wei fan Saul opgean.

De soan fan Bathséba

MAR EK NOU, YN SYN SÛNDE en skuld, woe God nei David omsjen en der kaem in dei, dat de profeet Nathan by de kening kaem om him it oardiel oan to sizzen. David waerd kjel doe't er hearde dat de Godsman him sprekke moast. Soe it oer syn sûnde wêze, oer

de frou dy't er nommen hie, of miskien oer Uria? Mar dat soe wol net, it wie sa lang al lyn en sa'n profeet koe bêst in hiel oar boadskip ha.

En sa kaem it ek út. Hwant de profeet bigoun net oer David sels to praten, mar hy frege oft er de kening in foarfal fortelle mocht dat yn ien fan syn stêdden bard wie. En doe't David knikte, bliid dat it dus net oer syn skuld gyng, die er yn sobere, koarte wurden syn forhael.

'Der wennen twa mannen tichteby inoar yn 'e stêd dy't ik bidoel, in riken-ien en in earmen-ien. De rike hie skiep en kij by de mannichte; de earme lykwols hie oars net as ien lyts eilaem, dat er kocht hie en dat opgroeide yn syn hûs, by syn bern; it iet fan syn brea en it dronk út syn panne en it sliepte yn syn earmen en it wie him suver as in eigen dochter. It barde nou op in dei dat dy rike man in frjemdling by him krige, dy't er in gastmiel jaen moast, mar it bigreate him om fan syn eigen skiep in bist to nimmen en it de gast foar to setten. Dat hy gyng hinne en naem it iene eilaem fan syn earme buorman en slachte it en makke it de man ré dy't ta him kommen wie. Siz my nou, o kening, hoe't it moat mei de man dy't dit stik dien hat?'

David hoegde him net lang to bitinken: de man dy't dat dien hie, wie de dea skuldich. Noait hie er tocht dat soks yn Israël barre koe en mei de hurde hân soe er dy skande út syn ryk wei-dwaen. 'Siz my', sei er, 'hoe't dy man hyt en hwêr't er wennet en sa wier de Heare libbet, hy sil de dea stjerre en dat laem dat er stellen hat, sil er fjouwerdûbeld werom jaen, dêrom dat er dit stik dien en gjin erbarming hawn hat.' En tagelyk kaem de profeet op him ta en stiek de hân nei him út en lûd en strang sei er: 'Jo binne dy man. Hwant jo hawwe de frou fan jins neiste nommen, dat net mocht en, lyk as wie dat noch net slimmernôch, hawwe jo har man de dea dien. Dat sa seit de Heare, de God fan Israël: 'Ik haw dy ta kening salve oer dit hûs fan Israël en Ik haw dy alles jown dat fan Saul west hat: syn lân en syn fé en al syn froulju, ja hiele Juda en Israël haw Ik dy taskikt en as dat noch to min wie, hie it mar sein en Ik soe der noch mear by dien hawwe. Mar hwerom hastû de Wet fan de Heare dyn God forachte en dien hwat kwea wie yn syn hillige eagen? Dû hast Uria de Hethyt mei it swurd forslein, en syn frou hastû dysels ta frou nommen en him hastû deade mei it swurd fan Ammons bern. Nou dan, it swurd sil fan dyn hûs net wike yn der ivichheit en fan dyn eigen soannen sil Ik ien ta dyn fijân meitsje en Ik sil kwea oer dy komme Iitte út dyn eigen hûsl'

Nathan wachte, hwat David sizze soe. Hy stie dêr, swijend, strang, in man yn in rûge profetemantel en op bleate fuotten, mar yn dizze wieldrige keamer like er greater, sterker as de hearsker sels. Hy wie ek net bang, nei alles dat er sein hie; profeten binne net bang, mar hy wist ek dat David him neat dwaen soe. Hoe djip as er ek fallen wie, dizze 'man nei Gods hert', hy bleau ek nou noch in bern fan God en ier of let soe de Heare him wer yn genede oannimme.

Doe seach er dat David de holle bûgde en hy hearde him stammerjen: 'Ik haw sûndige tsjin de Heare en it muoit my mear as ik sizze kin.' Dy wurden, Nathan twivele der net oan, kamen djip út Davids hert en in greate blydskip wâlle yn him op; syn reis hie net om 'e nocht west, in sûnder hie birou oer syn kwea, dit hurde hert wie brutsen. Mar ek nou moast er him de straf oankundigje dy't op 'e súnde stie en earnstich sei er: 'Dan sil de Heare jo alles forjaen en hoewol't jo de dea fortsjinne hawwe, sille jo net stjerre. Lykwols, omdat jo troch dit stik de fijannen des Heare reden ta swiere laster jown hawwe, sil it bern fan jo en dy frou wis stjerre.' En sûnder in wurd mear kearde Nathan him om en gyng er nei bûten.

Allinne bleau kening David achter. Nou seach er ynienen hoe great syn skuld wie, hoe't Gods namme lastere wie om him, hoe 't om syn sûnde alle duvels bliid west hiene. Alles hie er jaen wollen as dit net bard wie, alles woe er dwaen om it goed to meitsjen. Mar der wie neat dat er wer goed meitsje koe: Uria wie dea en gjin triennen noch offers koene him oait wer it libben jaen. En syn lytse soan... God wie rjochtfeardich en Hy naem him it bern fan Bathséba wer ôf, mar hy koe it net misse, syn leave lytse soan. En dat dat lytse laem nou stjerre moast om syn kwea! Sels krige er it better, de jonge prins, by God yn 'e himel, mar dat er him nou skielk nei it grêf bringe moast...

Hy bigoun to bidden. Al syn skuld en sûn-

de sei er út foar des Heare antlit, neat hâldde er binefter en mei ynmoed smeke er om it libben fan syn lytse soan. Mar God forhearde syn gebet net en dyselde deis noch waerd it jonkje slim siik. Dy hiele nacht oer gyng David net op bêd, oanienwei lei er plat oer de groun en rôp er ta God. De oare moarns woe er net ite; gjin drip drinken kaem oer syn lippen, gjin krommel brea naem er ta him.

Sawn dagen wraksele de kening mei God om syn stjerrend bern; sawn dagen seach er dat it al minder waerd; doe, op 'e sawnde deis stoar it. David wist it net, hwant hy lei wer oer de flier fan syn keamer to bidden; mar hy fornaem dat de tsjinners noch eamstiger seagen as earst en to-mûk mei elkoar praetten. Gjin ien fan harren doarst it tsjin him to sizzen: de kening koe ris lilk wurde en de man dy't it him it earst fortelde deadzje. Sa wie it doe ommers to Siklach ek gien mei dy boade dy't birjocht brocht dat Saul en syn soannen fallen wiene en mei de beide moardners dy't mei de holle fan Isboseth kamen. Né, it wie net to weagjen en fortel it de kening; dit lytse bern soe er him fêst neijer nimme as destiids de dea fan Saul-en-dy.

As hja har hear better kinnen hiene, dy leffe tsjinners, as hja hwàt bigryp hawn hiene fan syn djip birou, dan hiene se sa bang net hoegd to wêzen. Sawn dagen lang hie er himsels forwiten dat syn lytse jonge Iije moast om syn sûnde, sawn dagen hie er fêste en bidden en foar God yn it stof krûpt - hoe soe er dan nou de dea fan syn soan op har wreke? Hja waerden suver kjel, doe't David frege ‘Siz it my, is de jonge wei?’ En triljend seine se: ‘Ja hear, hy is wei’. Hja tochten op syn minst, dat de kening lûd jammerje soe en syn klean to-skuorre, dat er himsels it hier út 'e holle skuorre soe en wyld mei de duorren slaen, mar it kaem hiel oars út. David riisde oerein en wosk en salve himsels - dy hiele wike hie er ta soks gjin moed hawn - en teach oare klean oan en gyng op nei it hûs des Heare. En by alle leed om syn forstoarne soan, wie der ek de blydskip dat er nou wer bidde koe, dat God him yn genede oannimme woe, dat al syn sûnde forjown wie. Doe't er wer thûs wie frege er om brea en iet er wer...

It wie net dat David der neat om joech dat syn jonkje stoarn wie: dat hiene se dizze wike wol oars sjoen, mar syn tsjinners koene dit dochs net goedkrije. Dy't om it sike bern sa skriemde en die, hoe koe dy breaite nou't it berntsje wei wie? David bisocht om it har út to lizzen, doe't hja it him fregen. ‘Doe't it bern noch libbe’, sei er, ‘doe wie der noch hope en haw ik bidden oft God him sparje woe, mar nou't it wei is, hwat sin soe it nou hawwe to fêstjen en to skriemen? De lytse jonge sil noait wer by my komme, mar ien kear sil ik ta him gean.’

Dyselde deis bigroeven se de soan fan Bathséba.

In jier letter krigen David en Bathséba wer in soan en hja neamden him Salomo. Mar de profeet Nathan kaem op 'e nij yn it keningshûs, nou net om straf oan to kundigjen, mar om to sizzen, dat de Heare dit bern yn it bysûnder leaf hie. ‘Jedidjah’, neamde er him, dat bitsjut: ‘De Heare hat him leaf.’ David wie tige bliid doe't er dat hearde: it wie him in teken dat it nou wer goed wie tusken God en him en dat de Heare ek net mear lilk wie op Bathséba. En doe't hja har bûgden oer it sliepend bern, tochten se beide werom oan dy oare lytse soan, dy't nou al wer sa lang wei wie. Bathséba's soan wie dea - de soan fan Bathséba mocht libje yn Gods rike gunst.

Mar noch altyd wie der dat Godswurd fan 'e profeet Nathan: ‘It swurd sil fan dyn hûs net wike’ en David wist, dat der noait in wurd des Heare op 'e ierde falt, dat net neikomt. Ienkear soe it komme, al wist hy net hwannear.

It swurd fan Absalom

IT WIE NET LANG NEI DAVIDS SÛNDE mei Bathséba en Uria, dat it oardiel losbriek dat de profeet Nathan foarsein hie en it wie nammersto swierder to dragen om't syn eigen bern it him oandiene.

Op in kear die Amnon, de âldste soan fan kening David, in swiere sûnde: hy lokke syn healsuster Tamar by him yn 'e sliepkeamer en randde har dêr oan en doe't hja har biklage oer de skande dy't er har oandien hie, liet er har troch syn tsjinners it hûs útdriuwe. Hy woe neat mear mei har

to meitsjen hawwe en it koe him neat skele dat hja nou fierder altyd yn it keningshûs bliuwe moast en noaît in man krije koe. En hy skamme him ek yn it minst net oer hwat er dien hie hy wie de kening syn âldste soan en hwa soe him hwat dwaen? Dat like greatsk as foartiid stoep prins Amnon troch de stêd en like heech tilde er de holle.

Fansels koe de died fan 'e keningssoan net forhoalen bliuwe en doe't it bikend waerd, spriek hiele Jeruzalem der skande fan. Neffens de wet fan Mozes wie der foar sok in misdied mar ien straf: de dea, en de minsken tochten net oars, as David soe Amnon deadzje litte. It wie net maklik foar in heit om syn eigen bern sa swier to straffen, dat bigriepen se ek wol, mar hy wie net allinne heit, hy wie ek kening en as dit kwea net straft waerd, dan soene der rampen komme oer it hiele lân.

Mar it kaem hiel oars as de minsken tochten. David koe it net oer syn hert krije en bistel it strange rjocht oan syn eigen soan; hy doarst it ek net to dwaen, hwant hy stie ommers sels ek skuldich! Hoe soe er Amnon deadzje, wylst er sels oan Uria noch greater kwea dien hie? En sa kaem it dat prins Amnon bretael syn wegen gyng en him nearne oan steurde en it folk forgeat al gau hwat der bard wie en praette oer oare dingen.

Mar der wie ien man yn Jeruzalem dy't it net forgetten wie en dy't alle dagen wachte op in gelegenheit om wraek to nimmen; dy iene wie Davids trêdde soan, prins Absalom. Hy wie de soan fan David en Maächa, in keningsdochter út it lân Gesur, dat Noard fan Israël leit en in folle broer fan Tamar. Mei eigen eagen hie er har doe út it hûs fan Amnon kommen sjoen, skriemend en jammerjend, de hân oan 'e holle, de prachtige mantel to-skuord en jiske yn it donker hier. It gyng him troch alles hinne, doe't er har sa seach en doe't er hearde, dat Amnon har to nei west hie. Syn jonge, fleurige suster, en nou foar altyd ûngelokkich! Hy naem har yn syn eigen hûs en fan dy dei ôf stie it by him fêst, dat Amnon stjerre soe. Yn it earst tocht er noch dat David him straffe soe, mar doe't er murk dat syn heit neat die, naem er it bislút, dat hysels Amnon deadzje soe. Hy praette der tsjin gjin-ien oer en ek tsjin syn broer sei er goed noch kwea, mar elke kear dat er Tamar seach, waerd syn grime greater.

Twa folle jierren roun Absalom mei syn plannen om, doe, yn 'e Maeitiid, yn 'e tiid fan it skiepskearen, sloech er ta. Hy hie syn keppel to Baäl-Hazor en dêr hie er in gastmiel rémakke en syn heit en de keningssoannen bean. Kening David sels woe net komme, mar de healbroers hiene wol sin oan sok in forsetsje en namen it daliks oan. Yn 'e iere moarn al rieden se de poarte út, in bliid en fleurich selskip, yn 'e bûnte feest-mantels.

Absalom sels ûntfong har en joech elk syn plak, neffens rang en oarder; de âldste, Amnon, krige in sit oan 'e ein fan 'e tafel. It waerd in fleurich feest en de prinsen lieten har de fette spizen en de koele wyn goed smeitsje en ek Amnon mijde him net. Hy skamme him net, dat er hjir nou fleurich feest fierde yn it hûs fan Tamar har eigen broer; hy tocht noait ienris mear om har, hy tocht mar allinne oan himsels.

Doe't it feest yn folle gong wie en Amnon gâns wyn hawn hie, riisde Absalom oerein. Nou wie it de ûre dêr't er al dizze wiken en moannen nei útsjoen hie: nou soe Amnon stjerre en hy soe de skuld oer Israël weinimme. Mar sels soe er de hannen net smoarch meitsje oan in man as Amnon: syn feinten stiene al klear, net fier fan Amnon syn plak.

Noch ien kear seach er syn heal-broer oan: nou glimke er net en yn syn swarte eagen broeide de haet. Doe joech er de wink. En ear't de gasten goed bigrepen hiene hwat der barde, hiene de tsjinners it swurd al útlutsen en houden se op Amnon yn. Oer de platte feest-tafel roun syn donker bloed. It waerd in wyld trelit yn 'e wide feestseal; alle keningssoannen sprongen oerein en flechten de doar út. Sa hurd as se koene makken se de ezels los en sprongen der op; doe, mei wapperjende mantels, yn in wolk fan stof, stouwen se de kant op nei Jeruzalem. It gyng om har libben, mienden se. Hwant doe't hja har âldste broer fallen seagen ûnder it swurd fan Absaloms feinten, hie net ien fan harren oan Tamar tocht en dat dizze wrede moart om har barde, mar har earste gedachte wie, dat Absalom kening wurde woe en dêrom alle prinsen

deade. Sa hie ommers de soan fan Gideon yn 'e âlde tiid syn sawntich bruorren slachte, doe't er him kening meitsje liet to Sichem? Hja wiene al gâns in ein fan Baäl-Hazor ôf, ear't hja stadiger ride doarsten.

Mar hurder noch as de benaude prinsen, reizge it nijs nei de keningsstêd. Hja wiene noch net oan 'e poarte ta, doe draefde der al in boade troch de strjitten nei it keningshûs. Hy hime fan it rinnen en it swit plakte troch syn klean, mar hy wie de earste en dêr gyng it om. Hy die it him net oan tiid om tagong to freegjen, lyk as it oars hearde, mar sprong de treppen op en de wachtkommandant liet him gean. En noch mar amper seach er de kening mei syn riedshearen, of hy rôp har tomjitte ‘Absalom hat alle soannen fan 'e kening deade en der is net ien ûntkommen!’

Kening David waerd sa wyt as in deade; hy stie to triljen op syn skonken. O Heare, tocht er, nou is it sa fier; dit is de dei dêr't Nathan fan sprutsen hat: ‘...it swurd sil fan dyn hûs net wike.’ En àl syn soannen! It bloed fan Uria de Hethyt waerd thússocht oan syn moardner. En nou wie Absalom in moardner; nou moast er sels Absalom straffe... Krige it swurd dan noait lins yn it hûs fan David? Hy taestte nei de kiel; it wie as soe er stikke, as koe er gjin siken mear krije. Doe skuorde er de mantel iepen en sloech tsjin 'e groun. Om him hinne, bang en forslein, stiene de hovelingen.

En dêrmei kaem Jonadab der oan, in soan fan Davids suster en in tige wiis man. ‘Myn hear de kening moat net miene dat alle prinsen dea binne’, sei er, ‘ik tink, dat allinne Amnon fallen is, omdat dy doe dy deis Tamar to nei west hat. Sûnt dy tiid hat Absalom him hate en der mei omroun. Elk dy't syn eagen net ticht hie, koe it sjen.’ David seach op. Soe it dan dochs sa slim net wêze as dy boade sein hie? En tagelyk kaem der ien fan 'e wacht oandraven en rôp: ‘O kening, de poartewachter docht de boade dat der ruters oankomme, de berch op fan Bahurim ôf.’ Jonadab lake breed. ‘Hwat haw ik sein?’ sei er.

Doe't hja bûten wiene, de kening en syn feinten, kamen se krekt de hoeke om. David sprong op har ta en patte se ien foar ien. Hy lake troch syn triennen hinne.

Mar doe't de earste blidens fan it wersjen oer wie, kaem dochs it fortriet wer boppe. It wie moai dat al de oaren noch libben, mar Amnon, de âldste, wie der net mear en Absalom wie likegoed in moardner. Absalom, fan al syn bern de moaiste, en dêr't er it measte fan hâldde! Mar ek dit wie syn eigen skuld: as hy sels Amnon straft hie, dan wie dit net bardl Om de skande fan Tamar to wreken, hie Absalom dit dien. Mar hoe mear't er der oer nei tocht, hoe mear't er bigriep, dat Absalom it fêst net allinne om syn suster dien hie. Amnon wie de âldste soan, en Kileab, de twadde, wie allang wei; nou, nei dizze moart, wie Absalom de âldste. Wis, hy hie reden genôch om forgrime to wêzen op syn broer, mar hy hie him fan kant makke om sels de âldste, de kroanprins, to wurden. It wie wol freeslik, en dat jins eigen soan jin soks oandie! Hy mocht net wer yn 'e selde fout forfalle en Absalom net sparje. It foel him tige swier, mar hy rôp ien fan syn offisieren en droech him op om Absalom op to heljen. Letter op 'e dei kamen se wer to Jeruzalem mei it boadskip dat Absalom net mear thús wie. ‘It is net oars’, sei er rêstich, ‘wy hawwe ús plicht dien’. Mar yn syn hert wie er tige bliid.

Wiken letter waerden se gewaer, dat Absalom yn Gesur wie, yn it lân fan syn memme folk.

Stadich gyngen de dagen foarby yn 'e stêd Jeruzalem; it waerden wiken, moannen, jierren en David krige langst nei syn forballe soan. It fûle leed om Amnon wie bikommen en nei sa folle tiid like de died fan Absalom hast sa slim net mear. Soms hie er oanstriid om him thús to heljen en him alles to forjaen, mar hy seach wol yn, dat dat dochs net koe. As er út himsels wer thús kaem en birou hie en foar him yn it stof foel... faeks dat er him dan forjaen koe, mar it joech gjin foech, dat er der sels op út gie. Hy koe allinne mar wachtsje, al mar wachtsje. En soe er wol oait wer thúskomme? En al greater waerd syn ûnwennigens, al sterker syn langst! Bytiden wie er der stil fan en hie er gjin moed ta it wurk.

Sels de rûge Joab bigoun der erch yn to krijen en hy woe mar dat David syn soan wer thúshelje liet. Dat er in moart dien hie, foun Joab sa slim net: Tamar wie syn bloed-eigen suster en in man as Amnon

wie ek net folle oan forlern. Yn elk gefal hie it gjin sin om dêr nei trije jier noch oer yn to sitten en as Absalom letter kening wurde moast - en dat soe wol, hwant hy wie nou de âldste ommers! - dan waerd it heech tiid dat er wer to Jeruzalem kaem en it keningswurk learde. Yn sa'n lyts lântsje as Gesur, al wie er dêr dan ek oan it keningshôf, foel dochs neat to learen.

Hoewol 't er oars net sa gau forfeard wie, doarst Joab der net mei David sels oer to praten en ynpleats liet er in wize frou út Thékoa komme. Dy gyng op in gewoane rjochtsdei nei de kening en wist mei har slimme reden de kening by it hert to krijen: hy biloofde har dat er syn soan thúshelje soe. Hy droech it Joab sels op en in skoftsje letter kaem Absalom, de forballe prins, wer to Jeruzalem.

Nei al dy lange jierren yn it lytse ryk fan Gesur, wie Absalom tige bliid dat er wer thús wie. Mar dat foel him bitter ôf! Wylst Joab op reis wie, hie David him wer bitocht; it wie net goed dat Absalom nou sa mar wer frij kaem. Deadzje koe er him net mear, nei syn eed oan dy frou út Thékoa, mar hy woe him net ûntfange en hy mocht net frij omrinne. As er earst noch in pear jier húsarrest krige, miskien dat er dan better bigripe soe, hoe great syn sûnde wie. En sa siet Absalom, de prins fan Israël, yn syn hûs en mocht der net út en de kening woe him net ûntfange. It foel him bitter ôf, dizze thúskomst. Trije jier hie er útsjoen nei de dei, dat er wer nei hûs mocht, trije jier hie er yn dat deade stedtsje langst hawn nei de drokte en it biweech fan Jeruzalem en nou siet er hjir opsletten, in fûgel yn in forgulde kou. Hwerom hiene se him dan thúshelle, as er dochs to min wie om omgong mei to hawwen?

Dei oan dei siet er yn syn hûs en wachte, oft de âlde freonen net ris by him kamen, mar der wie net ien dy't kaem: nou't de kening him straf oplein hie en him net sjen woe, mijden se him allegearre. Sels Joab koe, sa't it like, it paed nei syn hûs net fine; Joab, dy't him ophelle hie en dy't him wol genegen wie. It wie allegearre de kening syn skuld, de kening, dy't ien fan syn offisieren de dea yn dreaun hie omdat er syn frou nommen hie en dy't hìm nou strafte omt er rjochtdei hâlden hie oer sa'n ien as Amnon! Hoe langer hoe lilker tocht er him yn al dy lange iensume wiken dat er nimmen seach as syn frou en de boaden. Hwat holp it, dat syn tsjinners him alles fortelden en dat er alle hôfnijs wist? Net it witten kaem der op oan, mar it sjèn, it sels bilibjen. Hy woe yn it libben stean en feesten oanrjochtsje en diel hawwe oan it bûnte, fleurige libben fan 'e haedstêd. Ienris moast er ommers dochs kening wurde, hwat sin hie it dan en slút him bûten alles?

Doe't it al mar oanhâldde, dizze finzenskip yn syn eigen hûs, en doe't David noait nei him omseach, bigoun er syn heit to haetsjen. Yn 'e lange, lege dagen bitocht er plannen om him fan 'e troan to jeijen en sels kening to wurden yn Jeruzalem. It wie syn doel net om to wachtsjen oant David stoar: dy koe wol tachtich wurde, of noch âlder, en dan wiene syn bêste jierren lang al foarby. It waerd tiid dat er de skepter oernaem, ear't David it oan ien fan syn healbroers ta-sei!

Twa jier hâldde er it út, sûnder freon, sûnder omgong, sûnder oanspraek dat makke. Doe koe er it net mear bankje en liet er Joab roppe. Joab sei ja noch né, mar hy kaem net. Ahsalom biet de tosken opinoar. Jitris die er de boade en liet Joab oansizze, dat er op slach komme moast. Der kaem wer gjin antwurd. Hy hie in moart dwaen kinnen, sa forgrime wie er. Wie hy, prins Absalom, in rudige houn, dat dy Joab net by him komme koe? Lûd rôp er syn feinten. ‘Gean hinne’, sei er driigjend, ‘en dat stik lân dat fan Joab is, dat njonken mines is en dêr't er koarn op bout, stek dat yn 'e brân!’ De feinten woene hwat sizze, mar hy dreau se de doar út. En gjin ûre letter, dêr wie

Joab al, alhiel opsternaet en hymjend fan lilkens. ‘Hwerom hawwe jins feinten myn koarn yn 'e brân stutsen?’ Prins Absalom glimke. ‘Dû woest’ net komme, hoewol't ik twaris om dy stjûrd haw; oars nearne net om. Mar lit ús net oer dat bytsje koarn tsiere, dat meitsje ik wol mei dy en der binne wichtiger dingen.’ Joab knikte. As dy nuvere keningssoan him de skeä forgoede, dan wie er net ûngenegen om him to wille to wêzen. Hwa wist soe er ien kear noch net syn kening wêze!

Absalom spriek lûd en hertstochtlik en syn swarte eagen gloeiden. Dit wie sa gjin libben, sei er, en as der gjin foroaring kaem,

dan waerd er gek. Jong wie er en sterk, de âldste fan 'e prinsen en hy hâldde fan drokte en biweging; fleurige maten moast er hawwe en in feest fan tiid ta tiid en ynpleats siet er alle dagen thús to wrokjen en der kaem him gjin minske binei. Hwerom hie Joab him thûshelle as er dochs net syn eigen baes wie? Mar nou moast it út wêze en as Joab it net foarinoar makke mei de kening, dan gie er sels. As syn heit dan wier tocht dat er noch gjin straf genôch hawn hie, dan koe er him deadzje; de dea wie altyd noch better as dit!

Joab koe him skoan bigripe, dat Absalom der sa oer tocht en fan 'e plannen fan 'e prins wist er neat. It hie ek gjin sin, tocht er, hwat David dien hie en op in kear spriek er der mei de kening oer. Hy hoegde net lang to pleitsjen: David hie dôch al sa'n langst nei Absalom en it wie him al swierdernôch fallen om him net to sjen. Hy wie tige bliid doe't er Absalom wer seach. Nou fielde er earst hoe sterk syn langst west hie, en hoefolle er hâldde fan dizze soan, dy't nou syn âldste wie. It leed om Amnon wie yn dizze fiif jier bikommen, mar Absalom wie syn bern, syn eigen flesk en bloed. En hastich gyng er fan 'e hege troan en op Absalom ta, dy't oer de groun lei en mei de foarholle de groun roerde. Hy wonk dat er oerein komme moast en sloech de earmen om him hinne. ‘Myn jonge’, sei er en patte him. En wylst er dêr sa stie, moast er oan Jakob tinke, Jakob, dy't skriemde op Jozef syn skouder, oan Jozef syn wang.

Hy wist net, dat Absalom om oare dingen tocht. Hoe lang soe it noch duorje moatte ear't er syn opstân bigjinne koe? Altyd noch wol in jier of hwat, hwant de troan fan David stie fêst en syn mannen gyngen foar him troch it fjûr. Mar ien kear kaem syn dei dochs en dan soe er him net mije. Trije jier yn in frjemd lân en twa jier finzen yn syn eigen hûs! As er mar ien kear kening wie, dan soe er de skea ynhelje fan dy fiif forlerne jierren.

Dat gyng him allegearre troch de holle, doe't er syn heit de frede-pea joech. Mar gjin ien fornaem hwat oan him en hy glimke freonlik doe't er njonken David siet op 'e hege stoel. Sels Joab wie der oars fan doe't er se dêr sitten seach, de heit en de soan. En Joab, de kriichsoerste, wie oars net sa gau fan it stik...

De goede prins

IT WIE NOCH MAR KREKT GOED EN wol bikend yn Jeruzalem dat it tusken David en Absalom wer goed wie, of der wie al wer hwat nijs om oer to praten: Absalom túgde him in wein oan mei hynders en fyftich man dy't foar it reau útdraefden. It wie in prachtich gesicht, dy fyftich linige keardels yn har bûnte dracht, dy glêdde hynders en, heech en rjocht yn 'e keningswein, de prins mei syn lange, donkere lokken. Hy hie altyd al in tsjep jongfeint west, mar nou, nei dizze fiif jier, seach er der út as in kening; der wie yn hiele Israël gjin man, sa moai as Absalom. En elke kear as er útried, stiene de boargers fan 'e stêd oan 'e kant fan 'e strjitte en brochten him hulde en mannich-ien sei tsjin syn buorman: ‘Hwat is dat in prachtige prins en hwat sil dat letter in fikse kening wurde!’ En dêr wie it Absalom fansels krekt om to dwaen: de minsken fan Jeruzalem moasten der mar hwat oan wenne dat hy letter har hear en gebieder wurde soe!

Kening David glimke, doe't syn tsjinners it him fortelden. It wie net alhiel sa't it hearde, in prins dy't heger steat fierde as de kening sels, mar Absalom hie de lêste jierren al safolle misse moatten, dat fan him koe er it skoan op. Men soe suver tusken al dy nijsgjirrige minsken stean wolle om to sjen hoe't er dêr hinne ried, heech op 'e

skokkende wein en om to hearren hwat it folk fan him sei. Mar in bytsje oerdiedich wie it wol: hynders en in wacht fan fyftich man, it hie mei de helte minder ek al moai west. Mar sa wie de jeugd! Net iens ûnmûglik dat it nijs der gau ôf wie. Dat David liet syn soan yn syn wêzen en forbea it him net.

Dêr hie Absalom fansels ek op rekkene en nou gyng er wer in stap fierder. Yn dy tiid wie de kening yn Israël de heechste rjochter en fan tiid ta tiid hâldde David sit-dei en koe elk dy't hwat hie mei syn neiste by him komme en syn saek bipleitsje. Fansels wie it net de bidoeling, dat men mei alle lytse dingen de kening lestich falle soe - dêr wiene de doarpsrjochters foar en yn 'e stêd de âldsten - mar as it in wichtige saek wie, dan mocht elk frij ta de kening gean, de earme likegoed as de

rike, de lytse man krekt sa goed as de greate boer.

Op in kear, doe't it wer rjochtdei wie, stie prins Absalom al ier-en-bitiid oan 'e kant fan 'e wei, tichte by ien fan 'e poarten fan Jeruzalem. It duorre net lang of der kaem in reizger oan, in boere-man oan 'e klean to sjen en net bikend yn 'e haedstêd. Absalom groete him tige freoniik en frege him hwêr't er wei kaem en hwat it doel fan 'e reis wie. De man wie bliid dat er him ris útprate koe en fortelde it hiele forhael: sa en sa hie er it hawn mei syn buorman, mar hy liet it der net by sitte en nou moast de kening dan mar útspraek dwaen. Absalom hie mei alle oandacht harke en doe't de man útpraet wie sette er in earnstich gesicht. ‘Jo hawwe it sa dúdlik foarbrocht’, sei er, ‘...dat ik wit der alles fan. Ik haw ek wol hwat forstân fan rjochtsaken en ik doar jo wol sizze dat dy buorman ûngelyk hat. Mar ja, it is de fraech noch oft de kening jo dêrom gelyk jaen sil! De kening mient it goed fansels en hy is in wiis man, mar hy wit ek alles net en dan moat er op syn tsjinners ôfgean en ja, dêr binne goede ûnder mar ek forkearde. Jo moatte der fansels al hinne gean en alles sa goed mûglik útlizze, mar ik bin bang dat it net folle jaen sil. As ik kening wie... Mar sa fier is it gelokkich noch net. Ús heit wurdt al âlder, mar hy is noch soun en geef...’ De man bistoar it hast fan 'e skrik en de skonken trillen him. ‘Ús heit, sizze jo, mar jo binne dochs net ien fan 'e prinsen?’ stammere er. Absalom lake breed en syn wite tosken blonken. ‘Ik bin Absalom, de âldste prins’, sei er, ‘mar hwat soe dat?’ De reisbere man die hastich in mannich stappen to-bek. Doe stiek er de hannen smeekjend foarút en woe him falle litte yn it stof. Forjow it my, woe er sizze, dat ik jo de earbiwizen net brocht haw en dat ik, earme lûsangel, mei in prins praet haw as wie it de earste de bêste féboer! Mar ear't er him falle litte koe en ear't er in wurd sein hie, stie Absalom by him en naem him by de hân. ‘Myn freon, bûch net foar my; in prins is ek mar in gewoan minske en jo binne âlder as ik.’ En ear't de forhearde boer goed wist hwat him oerkaem, hie Absalom de earmen al om him hinne en patte him op it wang...

Doe't dy frjemdling deselde jouns wer op reis gyng, tilde it hert him noch fan dy frjemde moeting. In prins hie mei him praet en him syn freon neamd en noch gloeide it wang him suver fan dy prinslike pea. Dat der sokke prinsen wiene, sa freonlik, sa needrich, sa goed foar de mindere man! Hy hie it noait tocht, mar as er wer thús wie en de buorlju kamen yn 'e joun om syn reisforhael to hearren, dan soe er fortelle fan prins Absalom, de âldste fan Davids soannen en letter har kening en hear. It wie hwat wurdich foar in lân sok in kening to hawwen! Hy koe net witte, goê-man, dat Absalom dyselde deis noch wol mei tsien oaren praet en noch wol tsien oare mânlju patte hie en dat it oars net wie as in snoade set om by it folk yn 'e gunst to kommen.

Hy hâldde it in pear jier oanien fol, op elke rjochtdei, en yn gâns doarpen, yn Juda mar ek yn Israël, brochten de reizgers it nijs fan de goede prins, dy't har pleit oanhearde en har yn alles gelyk jown hie en dy't skielk, as David de holle dellei, har kening wêze soe. En sa krige Absalom oeral yn it lân syn freonen en it koste him oars neat as in freonlik gesicht, in mannich goede wurden, in pea op in switrich wang. Ien kear, as syn tiid kommen wie, dan soene al dy minsken dy't mei him praet hiene, syn meistanners wêze en him oannimme as har foarst.

Mar it koe fansels mei dizze goedkeape helpers net ta: hy moast mannen hawwe dy't fan syn plannen wisten en dy't ré wiene om har libben foar him yn to setten. En dat koe nou ienris net mei in keningswein en fyftich hurdrinders of mei in smout

petear oan 'e kant fan 'e wei. Yn it djipste geheim stjûrde er boaden út nei de stêdden fan Juda en dy praetten mei alle man dy't hwat op David tsjin hie en it net iens wie mei syn bistjûr. En sokken wiene der mear as men tinke soe. Hwant it folk hâldde wol fan kening David, dy't Israël frij fochten hie fan 'e fijannen en dy't it Ryk great en sterk makke hie, mar fan 'e âldsten wiene der forskate, dy't founen dat David to folle om it ryk en om Jeruzalem en to min om Juda tocht. It wie sa moai bigoun destiids: de Judeër David wie kening yn Hebron, in echte Judeeske stêd, mar letter hie er Hebron forlitten en alles op Jeruzalem set. Dan hie Saul it destiids better dien, dy kaem altyd foar syn eigen stam,

foar Benjamin, op en sa hearde it ek, founen se. En doe't de boaden kamen en har yn it ear flústeren, dat Absalom wol kening wurde woe en dat it roer dan om soe en dat de âldsten fan Juda dan de bêste baentsjes hawwe soene en de heechste eare, doe woe har dat wol oan en seine se ta, dat hja helpe woene. Sa krige Absalom in hiele rige helpers dy't gjin heil mear fan David forwachten, mar alles oer hiene foar syn âldste soan. De boaden hiene der fansels net by sein, dat Absalom ek nei de oare stammen syn tsjinners stjûrde en dat dy deselde fette baentsjes dêr oan oaren taseinen. Hy koe it maklik dwaen, oan elkenien alles bilove, hwant hy wie dochs net fan doel om syn biloften nei to kommen. It gyng Absalom net om Juda en ek net om Israël: it wie him om 'e macht to dwaen en om syn eigen eare en oars nearne net om. Mar dat bigriepen se net, dy âldsten fan Juda en fan 'e oare stammen...

Yn dyselde tiid slagge it Absalom om noch in man foar syn plannen to winnen, in man dy't him mear wurdich wie as hûndert âldsten: Ahia, de riedshear fan David. Ahia wie in bysûnder wiis man en dat Israël yn sa koarte tiid in great en machtich ryk wurden wie, dat wie foar in great part syn wurk. In lange rige fan jierren hie er David holpen en út alle macht hie er him bystien yn it keningswurk. Mar Absalom wist dat Ahia nou net mear fan David hâldde en dat David gjin bitterder fijân hie as dizze wize man, ek al hie er him tsjin 'e kening neat skine lítten. Ahia wie de pake fan Bathséba en de moart op Uria hie er him tige nei nommen. Djip yn syn hert hie er in fûle wrok tsjin de kening en hy wachte op in gelegenheit om it bloed fan Uria to wreken. Dy bloedskuld koe allinne mei bloed soend wurde en doe't Absalom him frege oft er him helpe woe, wie er daliks biret. Hy fielde neat foar Absalom en it koe him neat skele oft dy kening waerd of ien fan 'e oare prinsen, mar hy wie ré om Absalom to helpen en de striid tsjin David to bigjinnen. Mei eigen hân soe er him it swurd yn it boarst stekke en de bloedskuld weinimme fan syn famylje. Libben foar libben en bloed foar bloed - it bloed fan David foar it bloed fan Uria. En God soe him helpe, dat leaude er fêst, hwant as der in God yn 'e himel wie dan moast Er sok in misdied straffe. Miskien, as er David deade, dat it Ryk der mei ûndergean soe, datselde ryk dêr't er sa lang foar skrept hie - dat moast dan mar komme sa't it woe. Hwat joech er noch om in ryk, dêr't de ûnskuldige formoarde waerd en it ûnrjocht op 'e troan siet? Dan briek er leaver it wurk dat er opboud hie, mei eigen hannen óf...

It wie fjouwer jier lyn dat Absalom frij kommen wie en alles wie ré ta de greate slach. Yn 'e doarpen fan Juda en Israël gyngen foar it lêst syn boaden om en seine de helpers oan: ‘Noch in mannich dagen, dan gîet Absalom nei Hebron om kening to wurden. Sadré't jim oer it fjild de bazún hearre, wit dan dat de ûre kommen is en jow it signael troch: “Absalom is kening to Hebron.” Gaspje dan it swurd om en hâld jim ré foar de oanfal op Jeruzalem.’ En wilens gyng Absalom nei de kening en frege: ‘Heit! Doe't ik noch yn Gesur, yn ballingskip wie, haw ik in gelofte dien oan de Heare-fan-Hebron, dat ik in great offer bringe soe as ik werom kaem yn Jeruzalem. Nou hat Er my wer thúsbrocht, dat lit my nou nei Hebron gean, om myn gelofte nei to kommen.’ En noch hie David der gjin erch yn dat Absalom hwat oars yn it sin hie as offerjen; noch bitroude er him en liet er him gean. Hy foun it moai dat Absalom de Heare earje woe, ek al hie it wol hwat earder kinnen en al skaeide dat ‘Heare-fan-Hebron’ wol hwat tige nei it heidendom. David hie sa leaf wol hawn, dat er dat offer mar to Jeruzalem opdroech, mar nou't er it ien kear sa biloofd hie, moast

it ek sa trochgean. Hy miende it bêst en it wie al sa moai dat er sa tankber wie. Né, hy mocht him net keare. En glimkjend sei er: ‘Gean yn frede, myn soan.’ Doe bûgde Absalom djip en riisde oerein en gyng syn wegen. It wie de lêste kear dat syn heit him seach.

Sa gau as it koe makke Absalom alles ré ta de greate reis. Der gyngen twa hûndert man mei op mars nei Hebron, allegearre rike en forname lju, en gjin ien fan harren wist fan Absaloms plannen. Hja reizgen mei nei Hebron yn 'e fêste forbylding dat it om in offer en om feesten gyng en hja founen it in tige hege eare dat hja mei Absalom, de hege prins, oan ien tafel sitte mochten. En oan 'e keppels fé to sjen, dy't

meidreaun waerden nei Hebron, dan soe it net oan 'e offerspizen stean! En moedich setten se de stap op 'e lange wei oer de bergen, dy't fan Jeruzalem nei Hebron rint, dwyl hast fan 'e hege eare dy't har dizze dei barre mocht. Dat Absalom har allinne mar meinommen hie, om har to brûken ta syn falske plannen, dat hie gjin ien fan harren troch. En yn elk gefal, sa tocht Absalom, koene se nou David net folgje en him net helpe as de striid om Jeruzalem bigoun.

Doe't de karafaen to Hebron oankommen wie, forroun alles neffens de plannen. Earst brochten se it greate offer en ieten en dronken en doe, sa mar ynienen, stie Absalom heech boppe de minsken út en om him hinne, foar en achter, it blanke swurd yn 'e fûst, krongen syn soldaten en rôpen: 'Absalom is kening! Heil kening Absalom!' De mannen fan Hebron wisten net, hwat se der sa gau oan hiene; sa ûnforwacht kaem har dit oer. Forheard seagen se om har hinne en dan wer nei dy prachtige jonge kening, dy't freonlik lake en al mar bûgde en wonk. Doe skuorden se sels de mûle ek mar iepen en ear't se rjocht wisten hwat se diene, davere har rop oer it poarte-plein: 'De kening heil! De kening heil!' It waerd in machtich koar fan al dy stimmen, in hege jubel en hja forgeaten alles. Hja hiene in nije kening, har âlde grize stêd wie op 'e nij wer keningsstêd en to-nei soe Absalom, har goede prins, it lân regearje. Hjoed bigoun der in nije, blide tiid foar Israël en Juda en hja wiene sa bliid as bern op in fleurich feest. GJin ien fan dy roppende minsken tocht mear oan David en dat dy har wettige kening wie en de salvling des Heare; gjin ien tocht sa gau oan 'e swiere striid dy't noch komme moast; by net ien kaem it op dat dy nije kening oars net wie as in rebel, dy't opstie tsjin syn eigen heit. 'Absalom!' rôpen se, 'Absaloml' En sels de twa hûndert dy't meikommen wiene út Jeruzalem en dy't nearne fan witten hiene, rôpen om it lûdst. Hwat soene se oars ek al dwaen, hjir yn 'e stêd fan Hebron, fier fan Jeruzalem? As hja net meiroppen hiene, dan hie de nije kening fêst rjochtdei oer har hâlden. It koe net oarsl It hearde earst wol hwat ûnwennich, dy nije namme, mar soks went tige gaul It wie nou feest en dan kin men gjin spulbrekker wêze!

Dat it waerd in prachtich feest, dy deis to Hebron, mar de freugde duorre net lang. Absalom hie wol foar it forstân dat er hjir net bliuwe koe: hy moast nei Jeruzalem om tsjin syn heit to striden. As er Jeruzalem mar ien kear hie en as David syn leger forslein wie, dan koe er him kening neame oer hiele Israël, mar earder net. Dat hy liet de riedshear Ahia roppe, dy't al foar him útreizge wie nei Gilo, in plakje net fier fan Hebron ôf, dêr't syn famylje wenne en doe triek er mei alle man en macht op nei Jeruzalem. En oeral dêr't hja lâns kamen, smieten de mânlju it ark der hinne en gaspen it swurd om en trieken op mei de nije kening. Der wiene fansels wol minsken, dy't David trou bleauwen en dy't neat fan Absalom witte woene, mar dat wie mar in bihindich ploechje en dy hâldden har dea-stil. Fier wei de measten rounen oer en teagen mei op nei Jeruzalem; it leger fan 'e goede prins groeide fan 'e iene ûre op 'e oare en it like wol as soe it keningskip fan David foar altyd ûndergean. Ahia twivele der net oan! David wie in moardner en hy hie de dea fortsjinne: nou soe God him net mear helpe en him stjerre litte. Dat de Heare David syn sûnden forjown hie en dat Er him dochs noch hoedzje woe, dêr koe de wize Ahia net by!

Flecht út Jeruzalem

ABSALOM WIE AL OP MARS NEI de haedstêd doe't David it birjocht fan 'e opstân krige. 'Hiele Israël', seine de boaden, 'is jo ûntrou wurden en rint efter Absalom oan.' De

kening bigriep daliks, dat it der net sa bêst foar stie en dat Absalom alles op alles sette soe om him yn hannen to krijen. As er mei syn lytse legermacht yn Jeruzalem bleau, soe er ynsletten wurde en soe Absalom de iene of oare kear de stêd ynnimme en wé Jeruzalem, as dat barde! Dat der siet oars neat op: hy moast de stêd opjaen en oer de Jordaen flechtsje, dêr't de minsken him trou wiene; de haedstêd fan it ryk, de stêd dêr't de Heare wenne boppe de gouden ark, mocht net ûntwijd wurde troch striid

fan heit en soan. Hwant dat wie noch it alderslimste, foun David, dat syn eigen soan him dit oandie en him nei it libben tinge.

Sa gau as hja alles klear krije koene foar de úttocht, trieken se de poarte út en de berch del nei de Kidron-delling, de liifwacht, Joab en syn broer Abisaï, in binde fan 600 Filistinen ûnder kommando fan in man, dy't Ittai hiet en noch hwat amtners fan 'e kening. By it lêste hûs fan 'e stêd bleau David stean en liet de hiele kolonne foarby marsjeare. It die him goed dat al syn âlde freonen nou wer mei him gyngen, dat hja him net forlieten yn dizze bittere need, dat hja ek nou wer har libben foar him oer hiene. Hiele Juda mocht dan hast ûntrou wêze, de stêd Jeruzalem hâldde it mei David. Dêr marsjearde de liifwacht hinne, hurde rouwe keardels allegearre, mar dy't him hûndert kear it libben rêdden hiene yn 'e wylde slach; dêr wiene syn âlde maten, dy't mei him swalke hiene troch de steppen fan it Súderlân en dy't foar him troch it fjûr giene; dêr wie Joab en syn broer, de grime Abisaï. Né, mei sokke mannen yn syn leger wie alles noch net forlern.

En dêr wie Ittai mei syn Filistinen! David wonk him en sei: ‘Hwerom soestû mei ús gean op dizze drôve tocht? Dû bist in bûtenlanner en noch mar krekt yn myn tsjinst, dat ik jow dy frij en gean werom nei dyn eigen lân.’ Ittai krige in kleur. Doe stiek er de hân omheech en sei: ‘Sa wier as de Heare libbet en myn hear de kening libbet, dér't mynhear de kening wêze sil, itsij ta de dea, itsij ta it libben, dêr sil ik ek wêze!’ David waerd der stil fan. Hoe wie it mûglik dat in Filistyn sa trou wie, wylst syn eigen soan de hân tsjin him opheve? Mar dit wie it wurd dat de profeet Nathan sprutsen hie: ‘Ik sil kwea oer dy bringe út dyn eigen hûs’. En hy hie sa folle fan Absalom hâlden...

Doe't er fierder gyng, de berch del en troch de Kidron-delling, seach er de mannen fan Jeruzalem stean oan 'e kant fan 'e wei. Hja woene har kening noch ien kear sjen en skriemden bitter, doe't hja him gean seagen. Tusken it folk, oan 'e kant fan 'e wei, stiene Abjathar en Sadok, de preesters, mei de arke des Heare. Hja hiene de hillige arke delset en brochten offers op in alter njonken it paed. Doe't David by har kaem, makken se alles klear om wer fierder to gean. Mar de kening stjûrde har werom. Jeruzalem wie de stêd-fan-God en dat moast it bliuwe, sels al sloech Absalom der foar in tiid syn tinten op. Hy flechte, de wettige kening, mar God soe him ienris wer werom bringe. En al gyngen se dan net mei op mars, de beide preesters, hja koene him dochs wol helpe: as hja alles neigyngen hwat Absalom die en it oan David to witten diene, dan koe er him dêr nei sette. Beide hiene se in fikse soan, Abjathar en Sadok, dy koene faeks de birjochten oerbringe. Fansels diene de preesters hwat David har oplei, mar binammen Abjathar foel it tige swier: hy hie sa lang mei David swalke, de jierren dat Saul har efterneijage; hy koe him hast net yntinke dat nou syn plak net by de kening wie. Mar as David it sei, dan gyng er werom en God soe him hoedzje, ek al kaem Absalom mei syn binden.

En fierder triek de kening, de Oliveberch op. De sandalen hie er útdien en om 'e holle droech er in swarte rou-doek. Hy wie noch net boppe op 'e berch doe't in boade op him ta-kaem en sei: ‘O kening, jins riedshear Ahia is by Absalom en tsjocht tsjin jo op.’ David heve wanhopich de hannen omheech. Dus ek Ahia wie mei yn it komplot, Ahia, dy't him sa lange jierren bystien hie. Mar ek dit koe er bigripe; ek dit wie in straf foar syn sûnde mei Uria. Mar it wie wol in ramp, hwant yn hiele Israël

wie der gjin man, sa wiis as Ahia. ‘O Heare’, smeke er, ‘meitsje dochs Ahia's rie to skande, dat Absalom net nei him heart.’

Hy hie it noch mar amper sein, of dêr kaem in twadde riedshear oan: Husai, de Arkiet en it wie him, as hie God dêrmei syn gebet forheard. Husai wie gjin man om mei op mars en yn 'e oarloch koe er him net helpe, mar hy wie krekt geskikt om de rie fan Ahia to neate to dwaen en om Absalom to forlieden ta forkearde dingen. It hie Husai syn doel oars al west om mei, hwant hy hie al ierde op 'e holle struid en de mantel skuord. Mar David sei: ‘Gean werom Husai en jow dy by Absalom en bied him dyn tsjinsten oan. As er dy oannimt, doch dan al dyn bêst om de wize rie fan Ahia to skande to meitsjen en sjoch it

...smieten de mânlju it ark der hinne en gaspen it swurd om

sa fier to krijen dat Absalom domme dingen docht. En mocht it nedich wêze datstû my de boade dochst: sjoch, Sadok en Abjathar binne ek yn 'e stêd en dy witte de wegen wol om my birjocht ta to krijen'. Husai harke frjemd op. It wie net maklik, hwat David him opdroech en ien ûnforsichtich wurd koe him it libben kostje. Oan 'e oare kant lake him dy mars oer minne wegen ek net oan en bang wie er net. 'Ik gean al', sei er, en dêrmei draeide er him om en sette de stap nei de stêd ta. Hy seach net wer om: as hie er foargoed mei David ôfdien, sa stoep er dêr hinne. Doe't er de poarte fan Jeruzalem yngyng, droech er al wer in nije mantel en hie er de ierde út syn grize lokken kjimd...

Wylst Husai, de wize riedshear, op wei wie nei Absalom, hie kening David wer in oare moeting: Siba, de tsjinstfeint fan Méfiboseth, brocht him ezels, biladen mei brea en koeken, in mannich fruchten en in sek fol wyn. De kening koe it skoan brûke ûnderweis, mar hy frege binijd: 'Hwer is de soan fan Jonathan, dyn hear? Hy hâldt it dochs fêst net mei Absalom?'

Siba sette in earnstich gesicht: 'It is noch slimmer', sei er doe, 'myn hear Méfiboseth wol bisykje om sels kening to wurden.' It die David sear, dat er soks hearre moast: hy hie Méfiboseth sa goed bihannele en nou die er sa. It foel him al ôf en tsjin Siba sei er: 'Ik wol neat mear mei dyn hear to meitsjen hawwe en al hwat er hat: lân en fé en slaven, skink ik dy'.

De feint Siba wie tige bliid; dit wie helte mear as er hope hie. Hy liet him foar David oer de groun falle en bitanke him tige; doe riisde er oerein en gyng syn wegen. Hwat er de kening forteld hie oer Méfiboseth, wie neat fan oan. Hoe soe it folk fan Israël ek ta har kening kieze in man dy't kreupel wie en him net rêdde koe? As David goed neitocht hie, dan hie er fan tinken wol ha kinnen, dat Siba de wierheit net sei, mar hjoed hie de kening oars to folle oan 'e holle. En Siba, de ûntrouwe tsjinstfeint, gyng mei haesten werom, om syn heare have yn bisit to nimmen.

Doe't David syn mannen troch it doarp Bahurim tein wiene, kamen se in holle wei lâns, mei hege, steile heuvels oan beide kanten. Boppe har, oer de heuvelrêch, roun in man allinne en seach op har del. Yn it earstoan sloegen se him gjin acht, mar ynienen, doe't er flak njonken de kening wie, bigoun er lûd to roppen en mei de earmen to slaen, net oars as smiet er mei stiennen. 'Gean wei, gean wei, dû bloedforjitter, dû dogeneat! De Heare hat al it bloed fan Sauls hûs, datstû forgetten hast, op dyn holle delkomme litten; en de Heare hat it keninkryk jown yn 'e hân fan dyn soan en nou moatstû flechtsje...' De mannen fan David bisauden har. Nou't hja goed seagen, koene se him wol; it wie Simeï, de soan fan Gera, út it hûs fan Saul en hy wie noch altyd forgrime oer de dea fan syn sibben dy't ophongen wiene troch de Gibeoniten. It wie David syn skuld net, doe, mar Simeï seach him der op oan. Al lûder bigoun er to roppen, al forheftiger slingere er syn forflokkingen.

Abisaï, de broer fan Joab, kaem op David ta. Hy hie it bleate swurd yn 'e fûst en wiisde omheech. 'Sil dy deade houn myn hear de kening noch langer flokke? Lit my hinnegean en him de kop ôfslaen!'

Mar David woe it net lije. It wie wier, dat dy Benjaminyt de dea fortsjinne hie, mar hjoed koe er der net ta komme om him to deadzjen. Hjoed moast er oan ien wei oan syn eigen sûnden tinke en hoe soe er dan in oar straffe? 'Né', sei er strang, 'jim hoege hjoed net foar my to striden. As myn bloed-eigen soan tsjin my opstiet en myn

siele siket, soe dy Benjaminyt my dan net haetsje? Lit him flokke: miskien dat God barmhertich is en forjild my it goede foar syn flok fan hjoed-de-dei.'

Abisaï praette net mear tsjin. As David dan net wizer wie, dan moast er it sels mar witte! Mar it soe him noch in kear komme to spiten, dat leaude er fêst. En noch in hiel ein, wylst dêrûnder de kolonne fierder triek, roun Simeï mei har op en smiet mei stiennen en jage moude op en flokte kening David. De soldaten fan David skammen har, mar swijden, om't de kening it sa ha woe. Doe't Simeï lang-om-let syn nocht krige en syn wegen gyng, fielden se har forromme.

Nei in mars fan ûren en ûren, kamen se yn 'e Jordaendelling en setten de tinten op foar de nacht.

Ahitofel

DOE'T HUSAI, DE FREON FAN David, by de poarte fan Jeruzalem kaem, triek de nije kening mei syn mannen krekt de stêd yn. Hy gyng him daliks yn 'e mjitte en noch ear't er oan him ta wie, rôp er al: ‘Lang libje de kening! Lang libje de kening!’ Hy bidoelde der David mei, mar dat koe Absalom net witte. En doch die it de kening nij dat ek Husai by him kaem. Fan Ahia koe men it forwachtsje, dy hie reden om David gram to wêzen, mar Husai wie altyd syn trouste freon. En forheard frege er: ‘Is dit dyn trou oan dyn freon David? Hwerom bistû net mei him de stêd út tein?’

Husai hoegde him net op in antwurd to bitinken. ‘Ik hâld it mei dy kening, dy't de Heare útkard hat en al dit folk en hiele Israël. En bûtendat: as men de heit tsjinne hat, leit it dan net yn 'e reden, dat men letter de soan folget?’ Absalom glimke freonlik. Men koe hearre dat Husai in wiis man wie. En dat sok in riedshear David yn 'e steek liet om him, de nije foarst, to folgjen, dat sei dochs wol hwat! Strak, as er ried hâldde mei syn tsjinners, soe er ek Husai freegje!

En greatsk ried er fierder troch de strjitten fan it âlde Jeruzalem en it kaem him yn it sin, hoe't er hjir twa jierren fêst sitten hie yn syn eigen hûs. It wie nou al oars en hy soe de skea ynhelje! As er earst mar fêst op 'e troan siet en syn heit der net mear wie. En noch rjochter stie er op 'e keningswein en noch genediger groete er it jubeljend folk.

Dyselde oerdeis hâldde er rie mei syn tsjinners en de hege offisieren. Ek Husai moast komme. It hert sloech him fûl, doe't er de wide keningsseal yn gyng: der hong sa folle fan ôf hwat er sizze soe, in inkeld ûnforsichtich wurd koe him it libben kostje. En dêrmei forgeat er alles om him hinne, hwant Absalom lei him út hwat hja bipraet hiene en hwat Ahia him oanret hie. De wize riedshear woe noch dyselde jouns op mars en David yn it tintekamp oerfalle; as er tolve tûzen man meikrige, dan wie er wis fan 'e oerwinning en dan soe er David mei eigen hân deadzje. Dat wie it plan fan Ahia en it like him en de oaren tige goed ta. Mar nou't Husai der wie, woene se him dochs ek hearre en as er it net mei Ahia iens wie, dan sei er it mar. In telmannich siet Husai stil, de hannen yn 'e skurte fan syn wide mantel. In bern koe bigripe dat David forlern wie, as dizze nachtmars trochgyng; sels Joab en syn helten koene neat bigjinne as yn 'e nacht sa'n leger oer har hinne foel. En as David foel, dan hie de striid gjin sin mear, dan wie Absalom, de âldste prins, dochs de wettige kening. Mar it mòcht net trochgean; hy moast der hwat op fine, dat it útsteld waerd. Earst moasten David en syn mannen yn in stêd wêze, of oars yn in sterke stelling en dan soene der dochs ek noch wol Israëliten wêze, dy't it mei David hâldden, yn pleats fan mei dizze rebel, dy't de hân opheve tsjin de salvling des Heare! Hy seach op en bigoun to praten en it wie as waerden de wurden him ynjown. ‘De rie, dy't Ahia jown hat, is dizze iene kear net goed. Elkenien yn Israël wit, dat er in wiis man is, mar dizze reis hat er to min om 'e kening en to folle om himsels tocht. Ik kin it my yntinke, dat er sels David forslaen wol: it bloed fan de kening foar it bloed fan Uria - mar dat nimt net wei, dat Absalom de eare takomt fan 'e oerwinning! En dan: ik leau net dat it fannacht sa maklik gean soe. Ik nim net oan dat David yn it iepen fjild fornachtet; syn froulju en bern miskien, mar hysels sit earne yn in rotskleau, klear om in útfal to dwaen as wy him binei komme. En hoe soe it gean as der by sa'n oanfal fan ús mannen foelen? It nijs soe troch it leger gean: de foarhoede fan Absalom's mannen is tobek slein en de moed soe ús ûntsinke. Hwant Joab en syn mannen en dy wylde Filistinen fan Ittai,

dy fjochtsje as in bear dy't de jongen ûntset binne... Né, it wol my foarkomme dat de kening tiid dwaen moat, in wike, of miskien noch langer en boaden omstjûre troch hiele Israël, fan Dan oan't Berseba ta, en rop it folk op ta de greate striid. En as wy dan in great leger hawwe - hûndert tweintich tûzen ynpleats fan tolve tûzen - dan sille jo, o kening, foar ús úttsjen en wy sille folgje, moedich en yn great bitrouwen, hwant hwa soe bang wêze, as sok in kening foargiet? En lit David dan yn in sterke stelling wêze, it hindert ús neat: wy sille oer him hinne falle as yn 'e neinacht de dauwe oer it krûd en al syn mannen sille omkomme. Ja, sels as er yn in stêd wêze

mocht mei muorren en poarten, it soe him neat jaen, hwant hiel it folk soe komme en touwen tôgje nei dy stêd en wy sille har yn 'e beek slepe, dat der gjin stientsje mear to bikennen is.'

It wie stil yn 'e keningsseal; Husai fielde dat syn wurden ynslein wiene. In man as Absalom tocht allinne oan syn eigen eare en hy seach him sels al oan it haed fan sok in machtich leger. En dêr wiene offisieren by, dy't it neat net slim founen dat de slach tsjin Joab en syn mannen noch hwat opsteld waerd. Mar soene se it goede plan fan Ahia dêrom falle litte en neffens syn rie dwaen? O God, tocht er, slaen him mei blinens, dat er myn wurden docht. En dêrmei hearde er Absalom sizzen: 'Ik haw myn bislút nommen: wy sille it plan fan Husai dwaen.' It skimere him foar de eagen en syn hert bounze fûl. God wie dochs noch mei David. Nou koe alles noch goed komme.

Mar Husai, de Arkyt, wie in forsichtich man. Men koe it noait witte, hwat Absalom letter noch wer die: it soe it bêste wêze dat er David dochs foar de nacht noch warskôge. Hy stjûrde daliks nei de gearsit de boade nei de preesters, dy moasten dan mar sjen dat it fierder kaem.

Sadok en Abjathar wisten der wol rie op, sels al hâldden de soldaten fan Absalom de wacht by alle poarten. Har beide soannen sieten de hiele dei lâns by de boarne, in eintsje bûten de poarte en wachten dêr op birjocht. Fansels koene hja der gjin man op út stjûre, dy soe wis keard wurde, mar in faem mei in wetterkrûk op 'e holle dat koe bêst. Dy faem hie al earder de reis nei de boarne makke, dy deis, mar dit wie in wichtige tiding en hja moast it weagje. It slagge har ek dizze kear om Jonathan en Achimaäz birjocht ta to krijen, mar in jonge hie it sjoen en brocht it de kening oan. Hja wiene midden yn it doarp Bahurim, doe't hja fornamen dat der soldaten achter har oankamen. It wie net to weagjen om fierder to gean; op 'e lange, ienlike wei koene se dy hurdrinders net foarbliuwe. Fluch setten se de stap deryn en rounen ûnder in poarte troch. Op it romme binneplein, njonken in saed, troffen se in frou. Hja wie gau biret, dy boerinne fan Bahurim. Hwat koe it har skele fan hokker partij dy beide knapen wiene en oft Absalom it goedfoun of net? Twa fikse jongfeinten wiene yn gefaer, dat hwat koe in frou oars dwaen as helpe? 'Hjiryn', wonk se en wiisde nei de saed. Doe lei se der handich in deksel oer en struide dêr nôt op. Hja wie noch mar krekt wer goed en wol klear, doe kamen de soldaten it plein al op. Der wie neat to sjen: oars net as in boerehiem tusken hege muorren en hwat nôtkerlen op in donker kleed. Dy twa jongemannen, sei de boerinne, ja dy hie se sjoen, dy wiene yn alle haest oer de beek set... De soldaten leauden it en gyngen har wegen en sa kaem it dat Jonathan en Achimaäz dy lette joun noch by de Jordaen kamen en David fortelden hwat Ahia woe. De nachts noch trieken David en alle oaren oer de rivier. Dy moarns hie David bidden oft God de wize rie fan Ahia to skande meitsje woe: nou wist er, dat de Heare syn gebet forheard hie.

De âlde riedshear bigriep it ek, dat syn plannen mislearre wiene. Nou't Absalom net daliks trochpakte, mar wachte op it folk, hie er de slach yn it foar forlern: noait koe sa'n leger fan boeren it winne fan Joab syn bitûfte striders.

It koe him ek neat skele. Oft Absalom kening bleau of dat er foel yn 'e slach, it wie him itselde. Mar dat David, de moardner fan Uria, it nou dochs noch winne soe, dat wie minder. Hy hie altyd tocht dat de Heare de God fan it rjocht wie en dat Er de kweadwaners útdylge, mar nou wist er better. Sa'n God woe er net tsjinje: in God

dy't de lytse man strafte as er kwea die en dy't de keningen de hân boppe de holle hâldde! En yn it lân fan sa'n God woe hy net langer libje.

De oare moarns bitiid seale er de ezel en ried it Suden yn, nei syn eigen stêd. Noch mar in deimannich wie it lyn, doe wie er it paed ek riden, de haet yn it hert mar mei greate, fiere plannen. Nou ried er hjir ûnder in hege blauwe loft, in âld en bitter man. It offer dat hja as famylje meiïnoar brocht hiene, de deis ear't er nei Hebron teach, hie net holpen. God seach syn offers net oan; dy rûkte leaver de rook fan keningsoffers. Hy naem ôfskie fan 'e famylje en bistelde hwat der nei syn dea barre moast. Doe dwaelde er it fjild yn, allinne en forhong himsels. Letter founen se him en droegen it lyk nei de stêd en bigroeven him yn syn heite hûs.

Sa stoar Ahia, de riedshear fan David, de wiiste man yn hiele Israël. Mar it folk, dat alle wysheit net nei-komme kin, mar dat de dingen soms tige krekt oanfielt, neamde him net mear Ahia, mar Ahitofel; net mear de ‘Broer-fan-God’, mar ‘de Broer-fan-'e-Dwaesheit’. Hwant hy wie stoarn om't er in wrok hie op David, en omdat er it net goed krije koe, dat God de Heare de sûnder forjowt en syn bern wer yn genede oannimt, ek as hja falle yn folle kwea. Wol hie David skuld oan de dea fan syn eardere tsjinner, mar Ahia hie net gelyk doe't er dy deis de strûp om 'e hals die en yn 'e djipte sprong. Bloed foar bloed - dat woe de wize riedshear; hy gyng yn 'e donkere dea, om't er net fan genede witte woe!

Dea fan Absalom

NEI DY FLECHT ÚT JERUZALEM wiene David en syn mannen nei Mahanaïm tein, de sterke stêd oan 'e oare kant de Jordaen, dêr't destiids ek Isboseth wenne hie. Hjir, tusken de steile rotsen en de bochtsjende beek, hie er syn haedstêd hawn; hjirwei wie Abner optein om tsjin David to striden, hjir wiene se weromkommen, wurch en biskamme, nei de forlerne slach. En nou siet David yn ditselde Mahanaïm en teach syn eigen soan tsjin him op mei in machtich leger. Sa frjemd kin it rinne yn in minskelibben.

Lykwols wie David net fan doel om de fijân yn 'e stêd ôf to wachtsjen; hy woe Absalom de kâns net jaen om har to bisingeljen en út to hongerjen. Dat doe't de boaden kamen mei it birjocht dat Absalom oer de Jordaen wie en op mars nei Mahanaïm, makke de kening alles klear foar de striid yn it iepen fjild. Hy sette Joab, Abisaï en Ittai elk oer in tredde part fan it leger en sei dat er sels mei soe yn 'e striid.

Mar dat lêste, dêr woene de trije oanfierders neat fan witte. Dizze kear koe de kening net mei úttsjen, hwant Absalom soe alle war dwaen om him to krijen. As David kaem to fallen, dan hie alles om 'e nocht west, hwant dan wie Absalom, de âldste soan, ommers fansels al kening. Yn 'e gewoane regel wie it moai dat de kening foaropgyng, mar dizze reis wie it to nuodlik. It wie better, dat David mei de liifwacht yn 'e stêd bleau; by need koe er dan altyd noch helpe as hja it net hâlde koene tsjin 'e oermacht.

David seach wol yn dat syn trouwe tsjinners gelyk hiene, mar it wie him noch noait sa swier fallen om thús to bliuwen as dizze kear. Nou fielde er, dat er net allinne kening, mar dat er alderearst heit wie. It wie syn keningsplicht om slach to leverjen tsjin syn opstannige soan, en dat soe er ek dwaen, mar dêrom wie it net maklik. Hwant al hie Absalom dryst de hân tsjin him opheve en al soe er syn heit net sparje as er de kâns krige, it wie dochs syn eigen bern en djip yn syn hert hie er him leaf. En as er net mei útteach yn 'e slach, dan hie Joab it allinne to sizzen en dy soe de prins net mije.

‘Ik sil yn 'e stêd bliuwe’, sei er. ‘Lit jimme mannen útrukke en ik sil by de poarte stean’. En wer seach er se foarby marsjearjen, lyk as lêstendeis by Jeruzalem, de Filistinen fan Ittai en de grime striders fan Joab en Abisaï en wyld swaeiden se de wapens en hja laken, greatsk en moedich. Wacht mar, hja hiene sa faek al foar David yn 'e striid west, it soe nou ek wol wer goedkomme! En net ien fan al dy rûge keardels begriep hwat der yn David omgyng en dat it hert him suver briek fan fortriet. Absalom - dat wie foar har de fijân, in rebel, dy't de hân útstekke doarst nei syn eigen heit en nei de salvling des Heare en dy't de dea fortsjinne hie, mar dyselde fijân wie foar

David in soan, syn âldste, en dêr't er alles foar oer hie. Hy huvere doe't er se foarbygean seach, de gesichten strak fan grime, de swurden bleat, de wrede spearen yn 'e fûst. O, Absalom...

Hy stiek de hân omheech en de lange kolonne stie stil. Hy roun de rigen bylâns en lûd, dat alleman it hearre koe, lei er de offisieren op: ‘Wês dochs net to wreed oer de jonge, oer Absalom.’ Doe't hja op mars gyngen, seach er se noch lang nei. As it nou mar holpen hie! Syn soldaten soene it net weagje en gean tsjin syn bifel yn, mar Joab, de wylde Joab, mijde neat. En bitter bitocht er dat ek dát syn eigen skuld wie. Sûnt dy deis, dat er op syn bi-

fel Uria foaroan yn 'e striid set hie, joech Joab nearne mear om. As Absalom it woun ... Mar dat mocht er net hoopje.

Yn 'e fierte blonk it sinne-ljocht op 'e spearen.

De beide legers troffen elkoar by ‘Efraims Wâld’, in soarte fan heide-fjild, mei hjir en dêr in boskje beammen en mei de romte fan kûlen en gatten. It die al gau bliken, dat it greate leger fan Absalom it net hâlde koe tsjin de krigele mannen fan Joab en tûzenen kamen om yn 'e slach of neitiid, doe't hja flechten.

Prins Absalom flechte sels ek; op in mûlezel draefde er oer de ûnsljochte heide. Dit wie al oars as doe yn 'e keningswein, mei fyftich hurddravers foar him út! Hy bigriep, dat nou alles forlern wie, mar hy wie gjin man om stean to bliuwen en him dea to fjochtsjen. Hy wie bang; bang foar de wrede swurden en de lange spearen, bang noch it meast foar de wraek fan Joab. En wylder sloech er op it skrille mûldier los en wylder wappere syn bûnte mantel en syn lang swart hier. Hja krigen him net, dy wyldemannen! Hy soe it libben der noch wol ôfrêdde. Mar it wie al spitich, dat er nou gjin kening bliuwe koe. In koarte freugde hie it west! Hy hie dochs better de rie fan Ahia dwaen kinnen! Dy dwaes fan in Husai mei syn moaije forhalen... Of soe er it mei opset sin dien hawwe? Hy wist it net. It kaem der ek net mear op oan. Hy hate se allegearre: Husai, de fûle Joab en it aldermeast syn heit...

En sa jage er fierder, yn djippe gedachten, de holle foaroer. En ynienen wie der hwat foar him, in machtige ikebeam mei leechhingjende tûken. Dit kaem net goed! Hy joech in skreau en skuorde it mûldier yn 'e bek. Mar tagelyk swypken de tinne tûken him yn 'e eagen en oan beide kanten fan 'e hals fielde er in swiere tûke. Hy woe roppe, mar koe gjin wurd útbringe. Wanhopich knypte er de knibbels om it mûldier mar it bange bist roun ûnder him wei. Doe foel er en roerde suver de groun, mar de bûgende tûken droegen him en fearren omheech. Sa hong er oan syn holle; in freeslike pine skuorde troch al syn lea; hy skopte wyld en doe waerd it him tsjuster foar de eagen. Mar hy koe noch sykhelje en lang bleau er hingjen. God de Heare hie him fongen yn 'e foarke fan in ikebeam... En wilens, oer de heide, jagen de mannen fan David achter de fijân oan. Joab dreau har op: gjin rêst, salang't hja de keningssoan net yn hannen hiene! It wie krekt hwat foar David om sa'n dogeneat frij to litten en dan koe it earme lijen wer op 'e nij bigjinne. Mar hy, Joab, wie der ek noch. As er him krige...

En doe kaem der ien fan syn mannen op him ta, skean oer it fjild. Hy hime en hie in kleur as fjûr. ‘Ik haw Absalom foun en hy hinget yn in ikebeam. Hy libbet noch.’

‘Keardel!’ snaude Joab, ‘hwerom hastû him net daliks deaslein? Tsien sulverstikken en in mulriem hie ik dy jown...’

De soldaet skodholle. ‘Al hie ik tûzen sulverstikken krige, dan soe ik noch de hân net slaen oan 'e soan fan 'e kening. Sels haw ik it him sizzen heard: Mij my de jonge, mij Absalom! Dat hwat soe sulver my jaen, as ik de prins deade hie en de kening hie my delhouwe litten? En dan soene jo gjin hân útstutsen hawwe om my to rêdden!’

‘Gjin praetsjes mear’, sei Joab. ‘Bring my by him!’ Trije spearen naem er yn 'e fûst; doe wonk er syn mannen en mei greate stappen rounen se op 'e beam ta. Absalom libbe noch en forweegde tusken de blêdden. Joab lake wreed. Dêr hong er dus, dy moaije keningssoan. Tusken de tûken troch smiet er de earste spear, doe de twadde en de lêste; it miste him net ien kear. Doe sprongen de soldaten der op ta en houden der op yn.

Fuort letter rôp Joab om in trompetter. Oer it wide fjild klonk it bliid signael: ‘Ein fan 'e striid.’ Nou't Absalom dea wie hie it gjin sin en forjit mear bloed.

Hja smieten de deade prins yn in kûle yn it fjild en oer syn lyk setten se in machtige stienbult op. It wie yn Israël in swiere skande om sa bigroeven to wurden.

Earne yn Juda, yn 'e Keningsdelling, lei in wijstien, dy't Absalom yn syn libben foar him sels oprjochte hie...

‘De kening skriemt...’

NEI IN OERWINNING MOAST DE kening oars daliks birjocht ha, mar Joab wie der hast mei ôf hwa't er stjûre soe. Der wiene hurdrinders genôch yn it leger en nei in oerwinning woe elk wol boade wêze, mar dizze reis koe it wol ris raer útkomme. As David hearde dat syn soan dea wie, koe er wol sa lilk wurde, dat er de ûnheilsboade delslaen liet.

En dêrmei kaem Ahimaäs, Sadoks soan, der oan en frege oft er it nijs nei Mahanaim, nei David, bringe mocht. Joab tocht der net oer. Ahimaäs wie in fiks jongfeint en hy hie goed wurk dien doe't Absalom noch to Jeruzalem siet; hy wie wier to goed om him delhouwe to litten yn in lilke bui fan in kening! ‘Dû meist in oare kear’, sei er freonlik, ‘mar hjoed kinstû de boade net wêze. Der mocht dy ris hwat oerkomme, nou't de soan fan 'e kening dea is’. Hy seach om him hinne en it each foel him op in neger, in man dy't yn syn liifwacht tsjinne. Der wie gjin geskikter boade: hy koe tige rinne en hy hie alles meimakke dat der mei Absalom bard wie; en as it al útkaem sa't er tocht, dan wie der oan sa'n swarte neger noch net folle wei. Hy wonk de man en sei: ‘Rin hinne en siz tsjin 'e kening hwatstû sjoen hast.’ Ahimaäs seach de neger nei doe't er fuortdraefde, skean oer op Mahanaïm ta. Spitich, dat hy nou wer net mocht. Hy leaude der neat fan dat de kening him hwat dwaen soe, mar fansels, Joab tocht alle herten by himsels. It koe nóch wol: as dy neger dy kant om gyng, kaem er him noch wol foar. ‘Lit my dochs ek noch gean’, twong er. Joab seach him forheard oan. ‘Hwat sin soe it hawwe, myn soan, astû dochs de earste net bist? Der sit hjoed foar dy gjin boade-lean oan!’ Ahimaäs liet it der noch net by sitte. ‘Hoe't it ek wêze mei, lit my dochs ek rinne.’ Sa'n styfkop, tocht Joab, mar sa wiene sokke jonge mannen. Hja seagen gjin gefaer! ‘Toe dan mar’, sei er. As David him al de kop ôfsloech, hie er it himsels oandien. Ahimaäs draefde al. Suver as roerden syn fuotten de groun net. En hy naem net de koartste wei, lyk as de neger, mar in paed dat better roun.

En wilens, yn 'e stêd Mahanaïm, wachte kening David. Hja hiene him in stoel set yn 'e skymrige gong tusken de bûten- en de binnenpoarte en boppe him, op it dak fan 'e poarte-keamer, seach de wachter út. Stadich gyngen de ûren foarby; David wist al net mear hoe lang 't er hjir sitten hie, al syn gedachten wiene by Absalom. Noch noait to foaren hie er sa'n langst nei him hawn.

En dêrmei rôp de wachter fan boppen: ‘Der komt ien oan, yn 'e fierte, en hy is allinne.’ Mei klopjend hert wachte David. As it ien man wie, dan moast it in boade wêze. It duorre lang. Letter rôp de man op it dak, dat der noch ien oan kaem. Twa boaden. As dat mar in goed teken wie. Foar de tredde kear rôp de wachter. ‘Oan it rinnen to sjen, is de earste Ahimaäs, Sadoks soan.’ It wie David in pak fan it hert. It moast wol tige goed nijs wêze, dat Joab sa'n boade stjûrde. Nou hie er wer hope dat Absalom noch libbe.

Doe't Ahimaäs troch de poarte kaem en de kening seach rôp er: ‘Frede’. Dan wist David fuort mar dat er goed birjocht hie. Mar earst brocht er, sa't it hearde, de keningsgroet. David wonk dat er oerein gean soe en fortelle. Mei in linige sprong stie er wer. ‘Priizge sij de Heare, jins God, dy't de mannen yn ús hân jown hat, dy't tsjin Jo opstien binne.’ Hy wachte en syn eagen blonken. Mar kening David sei gjin wurd fan tank; hy die allinne dy iene fraech, dy't him op 'e siele baernde: ‘Is it goed mei de jonge, mei Absalom?’ Sels de jonge Ahimaäs, midden yn 'e blydskip om

dizze greate oerwinning, fielde hwat fan David syn great fortriet, fan syn leed om dat oerhearrich bern. Hy bigriep, dat er net ynienen it slimste sizze mocht, dat David alles noch net drage koe. En tige earnstich sei er: ‘Ik seach in greate opskuor doe't ik fuortgyng, mar ik wit net hoe of hwat. Faeks komt der noch in boade en wit dy mear...’

Fuort letter wiene der flugge stappen yn 'e poarte en kaem de neger om 'e hoeke. De wite tosken blonken yn syn swart gesicht; syn donker fel glinstere fan swit. Hy die him gjin groetsjen oan tiid en bliid rôp er: ‘Myn hear de kening moat witte dat wy it woun hawwe en dat de Heare jo hjoed forlost hat fan allegearre, dy't tsjin jo opstien wiene!’ David frege daliks: ‘En is it goed mei de jonge, mei Absalom?’ De neger lake. ‘Ik woe wol, dat it al jins fij-

annen ôfgyng, lyk as it dy jongeman forgien is.' En doe fortelde er alles hwat er mei bilibbe hie.

De kening sei neat en harke. It wie as koe er it net bigripe, as gyng it oer oare, frjemde minsken, as gyng it him net oan. 'De prins... hy hong yn in ikebeam... Joab... trije spearen... in ezelsbigraffenis.' En doe gyng it yn him del en seach er alles foar him. Noait, noait soe er syn soan wer sjen, noait soe er syn lûd wer hearre, noait koe er him wer wize op syn skuld en him bringe ta God, dy't alle skuld forjaen wol. Hy riisde oerein en roun de trep op, nei de poarte-keamer. En lûd jammere er: 'O Absalom, myn soan, myn soan!' Net ien fan syn feinten doarst mei him to gean; net ien fan al dy wize mannen foun in wurd fan treast.

Lang bleau er dêr op dy keale keamer, boppe de poarte; lang roun er op en del en hearden de feinten syn lûd gejammer. 'Absalom, myn soan; myn soan Absalom! Och wie ik yn dyn plak stoarn, Absalom, myn soan, myn soan!' Faker al hie er ien fan syn bern nei it grêf brocht - mar dit wie slimmer. Yn syn sûnde wie de jonge stoarn en noait koe er it wer goed meitsje, by de minsken net en by God net. En it wie allegearre syn skuld. 'Dy man sil it fjouwer dûbeld werombitelje', hie er doe tsjin Nathan sein. En noch hearde er it de profeet sizzen: 'Jo binne dy man!' En it kaem nei. Gjin wurd foel der oait op 'e ierde fan hwat de Heare sei. It jonkje fan Bathséba, doe Amnon, nou Absalom. Wie dit dan noch de lêste net en moast der noch ien fan syn bern sa'n wrede dea stjerre? En lûder noch klonken syn klachten troch it hol fortrek.

Hy wie noch yn 'e poarte-keamer doe't Joab en syn mannen weromkamen út 'e slach. Hja hiene fêst tocht, dat de kening by de poarte stean en har tasprekke soe; hja hiene op it lêst har libben foar him weage en mannich-ien fan har maten soe noait wer thúskomme. Hja koene it har bigripe dat de kening om Absalom roude, mar dit foel har al ôf. En to-mûk, as lju dy't de slach forlern ha en har skamje, sa glûpten de foarsten de stêd yn.

Joab wie forgrime, doe't er de kening net oan 'e wei stean seach. Hy bigriep daliks, dat it om Absalom wie. Goed, hy hie dy dogeneat de wrâld útholpen, mar dat soene syn mannen net bilije. Mei greate, lilke stappen sette er op 'e poarte ta. 'Hwer is jimme hear?' De bange feinten wiisden omheech. Boppe gyngen noch altyd dy wanhopige stappen. 'Absalom, myn soan, myn soan...'

Joab trille fan lilkens. Mar dit wie planút in skande! Wie dat in kening, dy't nei syn soldaten net omsjocht en rint to jammerjen om sa'n smjunt as dy Absalom? De minste soldaet wie altyd noch better as dy moaie prins! 'Bring my by de kening!' gebea er. De skouwe feinten seagen fan 'e iene op 'e oare, mar gjin ien fan allen doarst him foar to gean. 'It kin net', seine se. 'De kening skriemt om syn deade soan.' Joab snúfde forachtlik. Doe stampte er de treppen op. De kening fornaem him net ienris. Mei in rou-doek om 'e holle roun er de keamer op en del. Syn eagen wiene read fan it gûlen. 'O Absalom, myn soan, myn sona...' En sels by dit greate leed fielde de rouwe Joab gjin meilijen.

Heech en greatsk stie er foar syn kening en bitter sei er: 'Hjoed hawwe myn mannen har libben foar jo weage en hawwe se jins soannen en jins dochters en jins froulju rêdden, mar jo hawwe har hjoed biskamme makke, jo, dy't de fijân leafhawwe en de freonen haetsje! Hwant nou is it dúdlik: as wy hjoed fallen wiene, Ittai en Abisaï en ik, en as jins hiele leger omkommen wie en Absalom libbe noch, dan hie it goed yn jins eagen west. Mar ik swar by de Heare, as jo net mei geane en de soldaten

tasprekke, dan giet it hiele leger joun noch op mars en bliuwt der gjin ien by jo yn 'e stêd. En dat sil slimmer wêze as alle kwea, dat oan't nou ta oer jo kommen is!'

David sei gjin wurd op Joab syn forwiten: hwat soe it ek jaen, as Joab dochs neat bigriep fan syn bitter leed? In wyld en rûch man wie er en nei hwat er mei Absalom dien hie, hate er him, mar hy koe him net misse. As Joab wier mei it leger fuorttriek, dan wie alles forlern en hie de striid om 'e nocht west. En yn ien ding hie Joab gjin ûngelyk: de soldaten hiene rjocht op him. It joech ek neat dat er noch langer skriemde; dêr krige er syn soan net mei werom. Hy taestte mei de hân nei de holle en naem de rou-doek ôf. 'Ik kom', sei er, 'rop alle man by de poarte gear.' Syn lûd wie fêst. Nou wie er gjin heit mear dy't

rout om in forlerne soan, mar in kening dy't seit hoe't it sil. Allinne djip yn syn hert wie noch it fortriet om Absalom en it wie him, as soe er noait wer laitsje en bliid wêze yn syn libben.

Mar doe't er yn 'e poarte siet, heech op 'e keningsstoel en doe't al dy moedige keardels foarby-marsjearden, koe er dochs wer glimkje. Hy koe der sels net by, mar har blide jubel die him goed...

Amasa, man fan Juda

DOE'T IT FOLK VAN JUDA EN Israël fornaem dat Absalom dea wie, gyng it hiele leger nei hûs en lei it paed nei Jeruzalem foar David iepen, Mar de kening fielde wol, dat it better wie om tiid to dwaen: de âldsten fan Juda en ek gâns fan Israël hiene him skandlik forlitten en wiene nei Absalom oerroun, en dat wie net wer goed to krijen mei in mars nei de haedstêd. Hja hearden sels by him to kommen en him wer yn to huldigjen as kening, mar dêr roun it net sa hurd mei. Der wiene guon by, dy't har skammen en nou net komme doarsten, mar de measten woene leaver sels baes wêze en tochten, dat it skoan sûnder in kening koe.

Foaral yn Juda makken de âldsten neat gjin haest en it bigoun der op to lykjen, dat de oare stammen noch wol ris earst wêze koene, hwant dêr bigoun it folk ûngeduldich to wurden en stiene se de âldsten der op oan, om David op to heljen. It foel David al ôf dat syn eigen stam net earst kaem, mar krekt yn Juda hie Absalom syn measte oanhing hawn. It moast nedich wer yn oarder mei him en Juda en hy stjûrde Sadok en Abjathar der op út om har aparte rjochten oan to bieden, op bitingst, dat hja him dan daliks ynhelje soene. Tagelyk moasten de beide preesters ek prate mei in man dy't yn Juda gâns to sizzen hie: Amasa, de kriichsoerste fan Absalom en hja moasten him oerhelje om David to helpen. It hoegde net forgees: as Amasa it foarinoar krige dat hiele Juda de kening ynhelle, dan soe er foar altyd yn it plak fan Joab komme.

It wie snoad bitocht fan David, mar it wie dochs gjin wize set. Hy krige der Amasa en Juda mei op syn hân en hy naem wraek om hwat Joab him oandien hie, mar de oare stammen soene der fêst lilk om wurde en dêr koe fan alles út fuortkomme. En foar Joab oer wie it ek net earlik. Fansels, Joab wie in hurd man, mar hy hie al dy jierren David trou tsjinne en it ryk fan Israël great en sterk makke en hy fortsjinne it net om to-mûk oan 'e kant set to wurden en it plak to romjen foar Amasa, dy't krekt tsjin David opstien wie. De kening fielde ek wol, dat it net goed wie, mar hy koe Joab nou ien kear net mear útstean, sûnt er Absalom deade hie.

Amasa wie fuortdaliks ré om nei David oer to rinnen. Ynpleats fan straf, lyk as er forwachte hie, krige er amt en eare fan syn âlde fijân oer. Hy makke der ynienen wurk fan en hy hoegde ek net lang to pleitsjen; de âldsten fan Israël stjûrden boaden nei Mahanaïm en fregen earbiedich oft de kening weromkomme woe yn syn haedstêd. Net lang dêrnei triek David mei syn leger út Mahanaïm en hiele kloften minsken út Juda gyngen him yn 'e mjitte nei de Jordaen. Mar it wiene gjin Judéers allinne, dy't de kening ophellen. Ek Siba, de tsjinner fan Méfiboseth, wie der by en skrepte om noch foar David by de Jordaen to kommen; mei syn fyftjin greate soannen en syn tweintich slaven woe er de kening helpe om troch de rivier to gean. Hy hie dan ek wol reden om tankber to wêzen, nou't er al it lân fan syn hear krige hie.

Mar ek Simeï wie fansels tige bang, dat er straf krije soe en hy woe ek wol wêze dat er straf fortsjinne hie, dat hy liet him foar David oer de groun falle en smeke om syn libben. ‘Lit myn hear de kening my de skuld net tarekkenje en lit him der net oan tinke dat ik langlêsten flokt en winske haw, en lit de kening it him net neinimme. Hwant ik haw swier sûndige, mar nou bin ik ek de earste fan Benjamin dy't de kening hulde docht.’

Noch ear't David hwat sizze koe, naem Abisai it wurd. ‘Sil Simeï dan net deade wurde om't er de salvling des Heare flokt hat?’ De kening krige in kleur fan lilkens. Altyd hiene Abisaï en Joab it heechste wurd en altyd woene se bloed forjitte. En sa lûd dat alleman it hearre koe, sei er: ‘Hwat haw ik mei jimme to meitsjen, jimme soannen fan Seruja?’ En tsjin Simeï

sei er: ‘Dû silst net stjerre; ik swar it dy yn des Heare namme.’ Jierren letter soe dy hastige eed him tige spite, mar nou miende er, dat er der goed oan die: by sok in blide dei paste it net om bloed to forjitten.

En noch mar krekt hiene se dy frjemde moeting hawn mei Simeï, doe't der wer ien oanriden kaem: Méfiboseth, de soan fan Jonathan. Al dy tiid dat David to Mahanaim west hie, hie er roud; it wie him oan to sjen en it wie ek to rûken: hy hie him dizze wiken net forskjinne en sels syn fuotten en syn burd hie er neat oan dien. De kening seach him strang oan en frege: ‘Hwerom bistû net mei my tein, Méfiboseth?’

De soan fan Jonathan antwurde: ‘Ik koe net, hear. It wie myn doel om mei jo yn ballingskip en ik hie Siba opdroegen om de ezels to sealjen, mar hy hat ynpleats alle ezels meinommen en my by de kening swart makke. Mar sûnder ezel koe ik net ta de kening gean, hwant jo witte, dat ik net rinne kin.’

David wist net hwa 't er nou leauwe moast, Siba hie it hiel oars forteld en it hie better west dat er de saek earst ûndersocht hie; soms wie er wier to hastich en naem er to gau in bislút. En hoe moast it nou? Hy hie it lân oan Siba jown mar as it der op oan kaem leaude er Méfiboseth leaver. Doe sei er: ‘Ik gebied dat Siba en dû it lân diele sille.’ Méfiboseth bûgde by wize fan tank. ‘Al soe ik alles kwytreitsje’, sei er, ‘dan wie it noch net slim, nou't de kening bihâlden weromkomt.’

Doe bigounen se mei man en macht alles oer de rivier to dragen en ek de kening sels gyng nei de oare kant. Fan de Jordaen teagen se nei Gilgal en dêr kamen de âldsten fan Israël om David op to heljen. Hja seagen raer op dat Juda har nou dochs noch foar west hie en doe't hja hearden, dat de stam fan Juda aparte rjochten krigen hiene, waerd it in hiele rûzje. It gyng hurd om hurd en foaral de mannen fan Juda seine it raer op...

Der wie to Gilgal ek in man út Benjamin, Seba, de soan fan Bichri. It wie him noch altyd yn 'e wei dat Juda de keningsstam wurden wie en nou, mei dy rûzje tusken Israël en Juda, seach er de kâns skoan. Hy liet syn boade roungean mei dit boadskip: ‘Wy hawwe gjin diel oan David en wy hawwe gjin erfenis oan 'e soan fan Isaï: in elk nei syn tinten, o Israël!’ It sloech fuortdaliks yn, dit liet fan 'e opstân en alle man fan Israël teach út Gilgal wei, it Noarden yn, achter Seba oan. As David dan allinne mar om Juda joech, dan moast er him ek mar mei Juda rêdde; hja koene it wol sûnder kening ôf!

It wie wol in slach foar David en nou seach er dat it net goed west hie om Juda sa foar to trekken. Mar nou wie it to let! Noch mar krekt wie de opstân fan Absalom oer, of nou wie dit der wer; hy moast fuort taslaen, oars gyng it op 'e nij op in greate oarloch oan. Sa fluch as it koe, triek er nei Jeruzalem en makke alles klear. Oars soe er Joab opdroegen ha om mei Seba ôf to rekkenjen, mar Joab wie út syn amt ûntset en Amasa moast it nou dwaen. De kening lei him op dat binnen trije dagen it leger fan Juda marsfeardich wêze moast. Hy tocht net oars as Amasa soe dwaen hwat him oplein wie, like goed en like fluch as er it fan Joab wend wie, mar dat kaem oars út. De trije dagen wiene al om en noch wie Amasa net klear om mei it leger fan Juda op mars.

It baernde David yn. It wie heech tiid dat hja Seba oanfoelen, ear't er him fêst sette yn 'e iene of oare stêd. Der kamen sombere gedachten by him op. Kóe dy Amasa net hurder? Dan wie er in fjildhear fan neat en hie er him noait nimme moatten. Of wóe

er miskien net en hâldde er it to-mûk mei Seba? Dan wie er in forrieder. Yn elk gefal moast der hwat dien wurde. Hy rôp Abisaï en sei: ‘Nou sil dy Seba, de soan fan Bichri, ús noch mear kwea dwaen as Absalom; nim dû de soldaten dy't yn 'e stêd binne en set him efternei.’

Abisaï makke der daliks wurk fan: de liifwacht, de Filistinen fan Ittai en de mannen fan Joab kamen gear en makken har ré ta de efterfolging. Hja hiene der wol moed foar; nei Absalom soene se nou dy Benjaminyt forslaen. De hiele kloft marsjearre it Noarden yn. Joab wie der ek by. Fansels wie er forgrime op David, dat dy him sa bihannele hie, mar heite greater wie syn grime tsjin Amasa. David wie op it lêst syn kening en de kening moat men hearrich wêze, sels as er jin ûnrjocht oandocht. Mar dy Amasa! In wike-mannich lyn stie er tsjin David yn it fjild en nou wie er de greate man yn Davids leger; doe hie hy,

Joab, him forslein en nou stie Amasa fier boppe him. Mar der moast noch hiel hwat foroarje ear't Joab him skikke soe ûnder sok in man!

Hja wiene tichte by Gibeon, doe't hja Amasa metten. Dy wie nou einlings dochs sa fier, dat er optsjen koe tsjin Seba. It lei yn 'e reden dat de beide mannen inoar groeten en Joab hearde, dat er tige bliid wie. ‘Is it goed mei dy, myn broer?’ En mei in brede swaei fan syn rjochterhân naem er Amasa by it burd, lyk as mânlju doe wol diene as hja immen patsje woene. Amasa glimke. Dy greate Joab, dêr't er al sa folle fan heard hie en dy't foar sa'n hurd en wreed man trochgyng, foel him net ôf. Mar hy seach net dat Joab ûnder syn mantel in koart, skerp swurd hie, dat samar út 'e skie foel as er him bûgde. Hy heinde it op mei de linkerhân en wylst Amasa him it wang takearde, stiek er him it skerpe wapen yn it lichem. Doe marsjearden se koelbloedich fierder, Abisaï en Joab en seagen net mear nei har fijân om. Ien fan Joabs mannen bleau by de stjerrende fjildhear stean en sei tsjin de mannen fan Amasa: ‘Jim hawwe gjin oanfierder mear, wês nou forstannich en gean Joab eftemei: hy is better oerste as Amasa en hy forliest it net!’ Mar hy moast earst it lyk fan Amasa noch in ein it fjild ynslepe, ear't syn soldaten har op wei joegen achter Joab oan.

En wilens siet David yn Jeruzalem en miende dat Abisaï tsjin Seba optriek en dat Amasa mei in greate legermacht achter him oankaem. Doe't er hearde dat Joab it kommando oernommen hie en dat Amasa formoarde wie, lôge syn grime fûleindich op. Mar it holp net folle, dat er al tige lilk wie: ek dizze kear hie de wylde Joab him wer in slach foar west. Der wie ien treast: nou hoegde er to-minsten gjin noed mear to hawwen dat Seba it winne soe.

It kaem ek sa út. Hja jagen Seba mei syn mannen dwers troch it lân fan Israël en op dy wylde mars it Noarden yn brocht er de measte fan syn mannen wei. Mei in lyts keppeltsje trouwe tsjinners socht er ûntwyk yn it stedtsje Abel-Beth-Maächa, dat yn it úterste Noarden leit. Joab bilegere de stêd en smiet der skânsen tsjin op, flak by de poarte-muorre. Mar ear't de muorren foelen of nommen waerden, kaem de ein. De boargers fan it lytse stedtsje fielden neat foar Seba en woene har stêd net weagje oan syn wyld aventûr: hja namen de rebel en kappen him de holle ôf. Dy smieten se doe oer de muorre Joab ta, dan koe er to-minsten mar goed sjen, dat syn fijân wier net mear libbe.

Joab wie al lang to-freden; it gyng him net om dy stêd, mar allinne om Seba. Hy triek daliks mei syn mannen werom nei Jeruzalem. De striid wie oer, David koe him rêstich deljaen yn syn keningsstêd en in nije tiid fan frede en bloei koe bigjinne. Noch wol in jier of tsien hat kening David regearre. It wie foar it folk fan Israël in goede tiid, mar noait koe de kening alhiel forjitte hwat der bard wie. Noch moast er soms oan Absalom tinke, noch hate er Joab en altyd, djip yn syn hert, wie er bang, dat der noch mear rampen komme soene. ‘Ij swurd sil fan dyn hûs net wike...’ Hwannear soe de lêste slach falle, de fjirde soan? Hwannear?...

En wylst alles foar it uterlik great en machtich wie, gyng, sûnder dat David it murk, de spjalt tusken Israël en Juda fierder. Letter, ûnder it regear fan Davids soan, soe it ta in útbarsting komme.

Adonia

IEN FIJÂN IS DER, DY'T STERKER IS as alle keningen, sterker ek as kening David: de dea. Gjin wapens kinne him keare as syn tiid der is, gjin keningsmacht, gjin skat fan goud en sulver. It wie in jier of hwat nei de opstân fan Absalom en nei dat wyld aventûr fan Seba, de man út Benjamin. David wie nou sawntich jier, in âld man al en elk koe sjen dat er minder waerd. Net dat er slim siik wie, mar de krêften bijoegen him en hy lei hiele dagen op bêd. Ûnder in machtige steapel tekkens lei er noch to triljen en noait koe er waerm wurde, to-minsten net yn 'e lange, kille nachten. Doe hiene syn tsjinners in forpleechster foar him socht, in kreas jongfanke út Sunem, dy't Abisach hiet; dy paste deis op him en nachts sliepte se by him, deun tsjin him oan, dat de âlde, klomske kening noch hwat waermte hawwe soe. En noch holp it net folle.

De hovelingen praetten der oer, hoe't it komme soe as de kening der net mear wie en hwa't nei him sitte soe op 'e troan. Har tocht, it keningskip kaem Adonia ta, dy't de âldste wie fan Davids soannen, nou't Absalom net mear libbe; hy like in fikse, feardige prins en hy wie ek net sa tige jong mear. Mar it wie de fraech noch oft de kening der ek sa oer tocht; der waerd wol ris sein, dat David in oare soan de kroan ta ha woe: Salomo, de soan fan Bathséba, mar dy wie tige jong, noch net ienris tweintich. Hy moast wol flink wêze, Salomo, mar koe men sa'n great ryk tabitrouwe oan sa'n jonge man?

Adonia sels wie ek fan bitinken, dat him it keningsamt takaem, mar hy doarst der net mei syn heit oer prate; hy wist ek wol dat David it oan Salomo tasein hie en dat ek de profeet Nathan foar Salomo wie. Mar hy liet it der net by sitte en nou't syn heit âld en swak wie en nearne mear erch yn hie, koe it wol bûten him om gean. Dat hy die krekt as Absalom destiids en túgde him weinen en hynders oan en fyftich man ta in eare-wacht en sa ried er prinshearlik troch de stêd, krekt as wie er de kening al. Der wie gjin ien dy't der hwat fan sei, ek David net; dy hie him nammers, sa âld as er wie, noch noait hwat forbean.

Doe't it sa fier wie, spriek Adonia mei Joab en mei de preester Abjathar en dy woene him beide wol helpe, mar Sadok en Benaja, de kommandant fan 'e liifwacht, liet er der bûten; dy hâldden it dochs mei Salomo, dat wist er foarút wol. En in man as Joab allinne wie wol in leger wurdich. Adonia wie ek net fan doel om David to deadzjen: de âldman soe it dochs wol net lang mear meitsje en dan hie er Abjathar en Joab ek fêst net meikrige. It wie noch net forgetten hwat Joab dien hie mei Absalom, doe't dy de hân tsjin David opheve. En in reis nei Hebron of in oare stêd wie ek net nedich: nou't de kening sa swak wie, koe alles syn bislach krije yn, of flak by Jeruzalem en sûnder oarloch en bloedforjitten.

En op in goede dei, doe't alles ré wie, teagen Adonia en syn oanhing de poarte fan Jeruzalem út en hâldden in great offerfeest by de Slangestien. De romte fan skiep en kij en mestfé waerd slachte en oan 'e ein fan it miel soe Adonia útroppen wurde ta kening oer Israël. Joab en Abjathar sieten mei oan tafel en al syn bruorren hie er bean en de âldsten fan Juda, mar Benaja en Salomo en Nathan, de profeet, hie er net frege. Hy fielde wol dat er tsjin David yngyng en dat dit, as it der op oan kaem, ek in opstân wie, mar hy leaude fêst dat as er ien kear ta kening útroppen wie, de wurge âlde kening him wol skikke soe. Dat hja fierden fleurich feest, dêr by de Slangestien en wisten net, dat yn 'e stêd alles al ré makke waerd ta de kroaning fan 'e jonge Salomo.

It wie de profeet Nathan dy't it earst hearde fan 'e opstân fan Adonia en hy sette daliks alles yn it wurk om it to kearen. Gjin ien wist better as hy dat Salomo kening wurde moast, hwant Godsels hie it him iepenbiere en hy wist, dat David it ek oan Bathséba tasein hie. Sels hie er de jonge prins ûnderrjochte en hy wist, dat Salomo in flinke jongeman wie, gâns better en frommer as Adonia, dy't fan it bigjin ôf oan bidoarn wie. Dat it wie neat gjin wûnder, dat er foar Salomo opkaem. Hy gyng net alderearst nei David sels ta. De âlde kening soe him wis ûntfange en harkje hwat er to sizzen hie, mar hy wie sa wurch en swak, dat it miskien net iens mear helpe soe. Der wie mar ien to Jeruzalem dy't noch macht oer de âldman hie, mar ien dêr't er alles foar dwaen woe: syn frou Bathséba, de mem fan Salomo. Hastich gyng er nei har ta en fortelde har alles. Hja moast daliks nei de kening ta gean en mei him prate; as Adonia ienkear op 'e troan siet, wie it to let en soe er fêst Salomo deadzje, as dy oanspraek

makke op it keningskip. Bathséba wie daliks ré om nei David ta en de profeet lei har op hwat hja sizze moast; sels soe er fuort nei har komme en har wurden oanfolje.

Hja gyng nei de keninklike sliepkeamer ta, dêr't David op it bêd lei en dêr't Abisach by him siet en gyng sûnder freegjen nei binnen. Dat hearde oars sa net, to-minsten net as der in oare frou by de kening wie, mar Abisach wie mar in forpleechster en net mei David troud en it gyng nou om it libben fan har soan. Doe't hja ien kear vn 'e keamer wie, naem se alle foarmen yn acht en bûgde se djip en net earder bigoun se to praten, as doe't de kening frege hie, hwat der oan wie.

‘Myn hear’, sei se earnstich, ‘jo hawwe

jins tsjinstfaem sward dat myn soan Salomo nei jo op 'e troan sitte soe, mar sjoch, nou is Adonia kening wurden en jo, mynhear de kening, witte nearne net fan. Mar op jo, o kening, binne de eagen fan hiele Israël, dat jo har sizze sille, hwa't nei jo op 'e troan fan Israël sitte sil. Hwant oars soe it ris barre kinne, dat ik en myn soan Salomo foar forrieders oansjoen en deade wurde...'

Noch ear't David in wurd sizze koe, wie Nathan ek al foar de doar en frege tagong; hy waerd der ynroppen sadré't Bathséba nei bûten gien wie. Nathan naem daliks it wurd. 'Myn hear de kening, hawwe jó soms sein, dat Adonia nei jo op 'e troan sitte sil! Wy moatte it hast wol tinke, hwant hy hat oksen en skiep en mestfé slachte en alle soannen fan 'e kening binne by him, en Joab en Abjathar; en hja ite en drinke by him en sizze: De kening Adonia libje! Mar hy hat my en Sadok en Benaja en de jonge Salomo net ta syn gastmiel bean. Dat as dit allegearre fan 'e kening útgien is, dan moatte wy swije, mar dan bigryp ik net, hwerom't de kening it ús net sein hat, hwant ik wist net better as Salomo soe jins opfolger wêze.'

De kening hie alles heard hwat Bathséba en Nathan sein hiene en hy wie klear wekker. Oars lei er der meast mar stil hinne en slomme hwat, mar nou kaem noch ien kear de âlde krêft fan alear wer boppe. Salomo, de soan fan Bathséba, soe kening wurde en oars gjin-ien; hy hie it earder sizze moatten, mar it wie noch net to let. 'Lit Bathséba komme', gebea er. Nathan gie daliks de keamer út en wer stie Bathséba, de frou fan David, foar har man, dy't har ien kear sa hertstochtlik leaf hawn hie. Mei klopjend hert hearde se nei him. 'Sa wier as de Heare libbet, dy't myn siele forlost hat út alle need, wiswier, lyk as ik dy sward haw: Nei my sil dyn soan Salomo kening wêze, en yn myn plak sil er op myn troan sitte - sà sil ik hjoed-de-dei noch dwaen'. Bathséba wie tige bliid en tige tankber. Nou soe alles noch goed komme mei har jonge soan.

En noch gjin ûre letter gyng der wer in optocht troch de strjitten fan Jeruzalem: de jonge Salomo op it mûlidier fan 'e kening en om him hinne Sadok en Nathan en Benaja mei syn wacht en hja gyngen de poarte út, mar oan 'e oare kant de stêd as dêr't Adonia syn feestmiel joech. De kening hie alles sels sa bisteld en alles forroun sa't it hearde: Sadok salve de nije kening en hja bliezen op 'e bazún en doe teach de hiele optocht de stêd yn en nei it hûs fan David. De minsken yn 'e stêd wiene bliid mei de jonge kening, en yn 'e smelle strjitten, tusken de hege muorren, wie it ien hege, lûde jubel.

Oan 'e oare kant de stêd roun it feest nei de ein: it iten wie dien en it waerd tiid om Adonia to salvjen en de stêd yn to gean. Doe ynienen stiek Joab de hân omheech en sei: 'Hark, hwat is dat foar gerop en gerûs yn 'e stêd?' en dêrmei krige er ek it antwurd op syn fraech: Jonathan, de soan fan Abjathar, kaem der oan en wist alles hwat der bard wie yn 'e stêd. Hy fortelde koart en klear, dat Salomo kening wurden wie en dat de hiele stêd him neiroun en yn rep en roer wie fan blidens. 'En de kening wit der fan', sei er, 'hy hat oanbidden op syn bêd en sein: Priizge mei de Heare wêze, de God fan Israël, dy 't it sa biskikt hat, dat der hjoed ien fan myn bern op 'e troan sit, nou't myn âlde eagen it noch sjen kinne.'

De gasten fan Adonia hiene it fuort foar it forstân, dat der neat mear fan har plannen komme koe: de jonge Salomo siet op 'e troan en Benaja hie de hiele stêd biset. As hja noch langer wachten, soe er op har los komme mei de wapens yn 'e fûst en har

allegearre deadzje. Doe sprongen se oerein en gyngen elk syn wegen. Net ien tocht mear oan Adonia; dy moast sels mar sjen hoe't er it libben der ôfrêdde.

Adonia tocht net oars, as dat er nou stjerre moast. Hy wie tsjin David opstien en de nije kening koe oars net yn him sjen as in gefaerlike fijân. Der bleau him noch ien middel oer om it faeije libben to rêdden: hy gyng nei it hillichdom, dêr't de arke stie en naem de hoarnen fan it alter beet. Op sa'n hillich plak soe Salomo him miskien net deadzje doare.

It kaem krekt sa't Adonia tocht hie; de kening liet him helje en liet him doe frij nei syn hûs gean. As er to-nei goed oppaste en net wer bisocht om kening to wurden, dan soe der gjin hier fan sines op 'e ierde falle, mar sadré as er him misgie, al wie it noch sa'n lytse saek, dan soe er de dea stjerre. Adonia gyng bliid nei hûs; it

wie him genôch tafallen dat er gjin straf krige. In man as Absalom soe it al oars dien hawwe. En sels Joab en Abjathar, dy't mei him tsjin Salomo gearspand hiene, koene frij har wegen gean. Hy moast him wol tige sterk fiele, dy jonge kening, tocht Adonia spitich.

In kening stjert

NEI DE OPSTÂN FAN ADONIA en de salving fan Salomo, waerd it wer minder mei David; it like wol dat dy lêste ynspanning to folle fan syn swakke krêften ferge hie. Hy lei mar wer stil op syn bêd, de eagen ticht, en frege nearne mear nei. Abisach, de jonge forpleechster, gyng stil om en steurde him net; hja tocht dat de kening sliepte, mar it wie sa net. Nou noch, dizze lêste dagen fan syn libben, hie er syn soargen, dy't er net forjitte koe en dêr 't er gjin wei mei wist. Hy siet net oer him sels yn; hy wist dat er stjerre moast, lyk as alle minsken ienkear stjerre moatte, ier of let. God hie wol goed oer him west: Hy hie him roppen achter syn heite skiep wei ta kening oer syn folk; Hy hie him rêdden út 'e hân fan syn fijannen en syn ryk great en hearlik makke en ien fan syn bern siet nou op 'e troan to Jeruzalem. En hoewol't er ienkear yn greate sûnden fallen wie, hie de Heare him it kwea forjown en syn troan bifêstige, ek al hie de straf tige swier west. Né, foar him sels hie er neat mear to freegjen, mar hy wie dochs net gerêst en hy moast iderkear oan 'e takomst tinke en oan it ryk, dat er opboud hie.

Syn soan Salomo wie noch sa jong, noch gjin tweintich jier, en jonge minsken dwale sa maklik fan it goede spoar ôf, binammen as hja kening wurde en macht hawwe. Amnon wie de forkearde wei opgien en Absalom en nou Adonia wer. Hy hope sa dat Salomo de Heare tsjinje soe; hy moast him roppe en it him noch ienkear oansizze: alles hong der fan ôf.

Mar dêr siet er noch net iens it measte oer yn; Salomo hie de Heare leaf en hy hie in goede riedsman yn 'e profeet Nathan; de jonge soe, ek nou't er kening wurden wie, wol trou bliuwe. Der wie hwat oars dat de âlde kening yn 'e wei wie en dat syn lêste libbensdagen somber makke: hy wie bang, dat de Heare syn soan net seingje koe en dat der rampen losbrekke soene oer Israël. Der wie altyd noch dy dûbelde bloedskuld fan Joab, dy't noait útdylge wie en soks wurke nei en dêr koe fan alles út fuortkomme. En dan wie der noch dy swiere flok, dy't Simeï oer him en oer syn hûs útroppen hie, de deis doe't er op mars wie nei Mahanaim. Simeï wie net sa'n bêsten-ien en hy hie de mûle opdien tsjin de salvling des Heare, mar dy flok dy wie der en dy kaem nei. Sok in flok, sa leaude David fêst, koe mar op ien menear weinommen wurde: de flokker moast deade wurde, dan hie syn flokspreuk gjin macht mear. Hy hie dy Benjaminyt doe fuort deadzje moatten, mar ynpleats hie er him sward dat er net stjerre soe. Dy eed mocht er net brekke, mar dy flok moast dochs weinommen wurde: der wie mar ien wei op, Salomo moast it dwaen; dy wie net boun oan in eed. En Salomo moast Joab ek straffe, dat moast er him ek bistelle. It wie net moai, op jins stjerbêd noch sokke dingen bitinke en Joab hie him altyd tige bystien en hy wie noch út 'e famylje, mar it koe net oars. It gyng om Salomo en om 'e takomst fan Gods folk.

Hy waerd rêstiger doe't er syn bislút nommen hie en wonk Abisach. ‘Salomo moat komme’, sei er. Doe lei er stil to wachtsjen. Hy bigriep net, dat it ûnnedich wie om dy beide mannen sa'n wrede dea to dwaen; hy wist noch net, dat de hege God him net steurt oan in flokspreuk fan minsken en dat Hysels witte sil hwa't Er seingje wol

en hwa net. Hy koe noch net witte, dizze wurge, sombere kening, dat men jins fijannen leaf hawwe moat en seingje dy't jin forflokke. Der moasten noch gâns ieuwen forrinne ear't in Soan fan David dat syn folk leare soe...

Salomo kaem daliks, doe't de tsjinners fan 'e kening him rôpen en bûgde oer it bêd fan syn stjerrende heit. Hy hie tocht dat de âldman net iens folle mear sizze koe, dat er ôfskie fan him nimme soe mei in inkeld wurd, dat er him noch ien kear de hân jaen soe, noch ien kear yn syn eagen sjen. Mar David siet oerein yn 'e kessens en foar it lêst sammele er alle krêft dy't er noch hie. Syn lûd wie swak, mar syn geast

wie noch ien kear helder en syn donkere eagen blonken.

‘Ik gean hinne yn 'e wei fan alle wrâld; wês dan sterk en wurd in man en wannelje yn 'e wegen fan 'e Heare, dyn God, en ûnderhâld syn geboaden sa't dy biskreaun steane yn 'e wet fan Mozes. Hwant dan allinne sil Er dy seingje en it wurd wier meitsje, dat Er oer dy sprutsen hat.

Mar der binne twa dingen dystû sels dwaen moast, as dyn ryk bistean sil, hwant oars kin Er dy syn seine wis net jaen: dû moatst Joab en Simeï, de soan fan Geara, deadzje mei it swurd. Hwant dû witst hwat Joab my oandien hat; hoe't er myn beide kriichsoersten, Abner fan Israël en Amasa fan Juda, formoarde hat en dat er yn folle fredestiid oarlochsbloed stoart hat op 'e gurle, dy't om myn heupen wie en op 'e skuon, dy't oan myn fuotten wiene. Ik haw him net straft en de bloedskuld is net weinommen, mar doch dû him neffens dyn wysheit, en lit syn grize hierren net mei frede yn it grêf keare.

Dû wist ek fan 'e swiere flok dy't Simeï oer my sprutsen hat op 'e wei nei Mahanaïm en dat ik him op 'e weromreis sward haw: Ik sil dy net deadzje mei it swurd. Dy eed haw ik net bruisen, mar lit dû him net frij út gean, hwant syn flok soe dy en dyn folk treffe, dat lit syn grize hierren bluodrich yn it grêf keare.’

De âld kening koe net mear. Hy lei wer stil, mar hy seach noch ien kear nei syn jonge soan. Doch hwat ik dy oplein haw, twongen dy wurge eagen. Net lang dêrnei stoar kening David en waerd bigroeven to Jeruzalem: It hiele folk roude oer him en hja wisten dat der in great man yn Israël stoarn wie. Miskien soene se noait sa'n kening wer krije, in kening dy't alles foar syn folk oer hie en dy't har regearre hie neffens Gods wet. Hy hie in swier libben hawn en hy hie greate en slimme sûnden dien, mar God hie oan 'e ein ta mei him west en him syn kwea forjown; dan paste it har net om der oer to wrokjen, nou't er stoarn wie. En de deis dat hja David útdroegen nei it grêf yn 'e Davidsstêd, rouden Jeruzalem en Israël oer him en hja skriemden, net om't it sa hearde, mar om't hja him echt leaf hawn hiene en om't hja him misten. Ien kear, in ljochte dei, hie er mei har dounse foar de ark; nou skouden se him yn it donker grêf, dat hwa soe dan net skrieme? Hwant fan 'e ljochte himel, dy't der is efter it tsjuster grêf, wisten se noch net, it folk fan Jeruzalem.

De jonge Salomo koe der daliks net ta komme om dy lêste opdracht út to fieren, dy't syn heit him jown hie. Beide hiene se de dea fortsjinne, Joab en Simeï, mar it wie sa lang al lyn en Joab hie, by al syn kwea, sa folle foar Israël dien. Miskien hie it der net iens fan kommen, as Adonia it net bidoarn hie en hwat dien hie dat Salomo him wol tige nei nimme moast.

Net lang nei Davids dea kaem Bathséba by Salomo en frege oft Adonia net trouwe mocht mei Abisach, de jonge frou dy't David de lêste tiid forsoarge hie. Hja tocht dat der neat op tsjin wie: Abisach hie David wol forsoarge, mar syn frou hie hja noait west, dat hwerom soe se net trouwe kinne mei in oare man. En Adonia, dy't hast al kening west hie, mocht wol hwat forgoeding hawwe.

Kening Salomo naem it lykwols hiel oars op. ‘Ik haw him goed warskôge’, sei er bitter, ‘mar nou bigjint er dochs wer. It giet him net om Abisach sels, mar hy wol in frou hawwe út it keningshûs, om letter dochs wer in set to dwaen op 'e troan. It folk wit der neat fan, dat Abisach allinne mar forpleechster wie en net de frou fan 'e kening. Adonia hat de dea fortsjinne en Joab en Abjathar, dy't him holpen hawwe en dy't hjir miskien ek wer mei achter sitte, sille har straf ek net ûntgean.’

Doe joech de kening bistel oan Benaja, de kommandant fan 'e liifwacht en dy teach út en deade earst Adonia en doe Joab; Abjathar allinne rêdde it libben der ôf, mar hy waerd forballe út Jeruzalem en mocht gjin preester mear wêze. To-nei soe Sadok allinne de tsjinst waernimme by it hillichdom en kaem der in ein oan it preesterskip fan Eli's hûs. Sa gyng it Godswurd yn forfolling, dat ienris sprutsen wie oer de âlde Eli.

En sa kaem it wurd ek nei, dat David syn soan Salomo oplein hie: Joab wie stoarn en syn âlde holle wie bluodrich yn it grêf keard. Dat Adonia ek deade wie, de fjirde soan fan David, dy't foar syn tiid stoar, dat hie de âlde kening net bigeard.

Trije jier letter foel ek de âlde Simeï ûnder it swurd fan Benaja. Salomo hie him oplein, dat er to Jeruzalem bliuwe moast;

doe't er op in kear dochs de stêd útgyng en letter wer weromkaem, liet de kening him helje en spriek er it dea-fonnis oer him út.

Nei de dea fan Adonia en Joab wie der gjin-ien mear dy't de hân tsjin Salomo opheevje doarst; hy waerd sterk en machtich en wie yn eare by Israël en by de oare folken. De Farao fan Egypte joech him syn dochter ta frou...

De wize kening

TWA DINGEN WIENE IT FOARAL, dy't in kening yn Israël dwaen moast: syn folk foargean yn 'e striid en rjocht sprekke neffens Gods hillige Wet. Mar nei al de oarloggen dy't David fierd hie, wie der gjin fijân mear dy't syn lân bidrige en de jonge Salomo wie der bliid om; hy wie gjin man fan oarloch en hy hie gjin oanstriid om oare folken oan to fallen en har lân to foroverjen. Net troch greate fjildslaggen woe er namme meitsje, mar troch machtige bouwurken: in moai hûs woe er sette foar de dochter fan 'e Farao, in paleis foar himsels en boppe-al in timpel foar de Heare. En foaral wie it syn doel om rjocht to sprekken sa't it in kening fan Israël foege, strang en rjochtfeardich en neffens des Heare geboaden, sa't syn heit it him bisteld hie.

Hy fielde sels wol, de jonge kening, dat it net maklik wêze soe, foaral net foar ien dy't noch net folle fan it libben en de minsken wist. De wet fan Mozes hie Nathan him ûnderrjochte en dêr wist er hiel hwat fan, mar mei de wet allinne wie it net klear. Hy moast witte hwat der omgyng yn it hert fan 'e minsken, hy moast oanfiele kinne, hwa't fan 'e tsjûgen de wierheit spriek en hwa net en hoe soe dat kinne, jong dat er wie, en sûnder folle ûnderfining? Der wie mar ien dy't him dat leare koe: de Heare, de God dy't de herten ken en Him soe er freegje om wysheit.

Op in goede dei triek er mei syn tsjinners en mei gâns preesters nei de hichte to Gibeon, dêr't doedestiids it koperen alter stie, dat by de tabernakel hearde. Tûzen brânoffers brocht er dêr en doe't de jouns de lêste offers fortard wiene, joech er him by it alter nei sliepen, op hope dat er yn 'e nacht in Godswurd krije soe.

Dy nacht kaem it ek, mar yn 'e dream. Dúdlik hearde er de Heare sizzen: ‘Ik haw al dyn offers sjoen en dyn bidden haw Ik heard: nou dan, bigear hwat Ik dy jaen sil.’

De jonge kening antwurde earbiedich: ‘Heare, jo hawwe my, jins tsjinstfeint, kening makke yn ús heite Davids plak, mar ik bin noch mar in foech jonge en wit net hwat der yn it libben to keap is. En nou stean ik yn it formidden fan jins eigen folk, in folk dat net teld wurde kin fanwegen de mannichte. Jow jins tsjinstfeint dan in froed herte, dat er it folk rjochtsje mei neffens jins Wet, hwant hwa soe dit manmachtich folk fan Jowes oars rjochtsje kinne?’

En wer kaem it wurd fan God ta Salomo: ‘It is tige goed datstû net dien hast lyk as de heidenske keningen, en dat dyn bigearte net fallen is op in lang libben, noch op rykdom en eare, noch op macht oer de fijannen, mar datstû oars net frege hast as wysheit om it rjocht to bistellen. Nou dan: Ik haw dien neffens dyn wurden. Ik haw dy in wiis en forstannich herte jown, dat dyn gelikens net foar dy west hat en nei dy net wêze sil. Mar ek hwatstû net frege hast, sil Ik dy jaen: rykdom, eare en macht oer de fijân en in lang libben, astû yn myn wegen wannelest en myn geboaden dochst.’ De kening waerd wekker, mar hy wist, dat dit gjin gewoane dream west hie: it wurd dat er heard hie yn 'e sliep, soe de Heare God oan him wier meitsje. Bliid en tankber reizge er werom nei Jeruzalem en offere ek dêrre by Gods hillige arke.

Net lang nei dy wûndere dream die it bliken, dat de jonge kening tige wiis wie yn alle dingen fan rjocht en wet.

It wie op in dei doe't Salomo siet om rjocht to sprekken, dat twa froulju by him kamen, elk mei in bern op 'e earm. Salomo seach wol dat it net fan 'e bêsten wiene, dy twa; hja wennen to-gearre yn in soarte fan herberch en ûntfongen dêr alle man dy't bitelje woe. In eigen man hiene se net, dy't foar har pleitsje koe en dêrom kamen se nou sels om rjocht to sykjen.

De earste frou kaem nei foaren en sei: ‘Och, myn hear, dizze frou en ik wenje

‘...lit hai it libbene bern mar hâlde... as it mat libje mei!’

ûnder ien dak en ik haw by har yn 'e hûs in bern krige. Trije dagen letter krige hja ek in bern en der wie oars gjin ien by as wy beide; net ien hat by ús west, dizze dagen en nimmen hat de berntsjes sjoen. Wy hiene gjin widze, beide net, en nachts sliepten se by ús, yn ús klean biteard. Mar nou barde it yn 'e nacht, dat dy frou har omdraeide yn 'e sliep en op har bern to lizzen kaem, dat it stoar; en midden yn 'e nacht gyng se oerein en naem myn bern by my wei en har dea bern lei se my yn 'e skurte. Ik hie it net fornommen, hwant ik sliepte fêst, mar yn 'e moarn, doe't ik myn bern it boarst jaen woe: sjoch, it wie kâld en stiif en it libbe net mear. Doe't it lykwols ljocht waerd en ik it deade berntsje biseach, doe murk ik dat it myn bern net wiel Dat nou stean ik hjir, o kening, mei har deade bern op 'e earmen en ik easkje myn eigen bern werom, dat libbet en dat fan my is!'

Noch ear't de kening hwat sizze koe, sei de oare frou: 'It is net wier, o kening, mar it libbene bern is mines en it deade is fan har.' Hertstochtlik sei doe de earste wer: 'It is net wier, mar it deade bern is fan dy!' Al forheftiger strieden se, salang oant de kening har it swijen oplei. Dit wie gjin maklike saek. De iene sei, dat it libbene bern fan har wie en de oare sei mei likefolle klam, dat it harres wie. Beide bigearden se it libbene bern en net ien fan beiden gunde it de oare. En net ien hie de beide berntsjes sjoen en koe se útinoar. Hy tocht nei; de tearen stiene yn syn foarholle, sa djip wie er yn gedachten. As er mar wist, hwa fan 'e twa it measte fan it bern hâldde, dan wie dat de echte mem. Mar stil ris, as er har ris hifke, as er ris bisocht, hokker fan dy twa froulju alles foar it bern oer hie... alles en it sels misse woe, as it better foar har berntsje wie...

Syn antlit stie strak. 'Helje my in swurd' sei er koart. In soldaet fan 'e liifwacht gyng en kaem werom mei it skerpe wapen. Yn 'e wide seal waerd it stil. De tsjinners fan 'e kening seagen mei greate eagen nei har hear. Hy wie de kening en syn wurd wie wet, mar dit wie gjin striid dy't mei it swurd bisljochte wurde koe. Doe sei er, heech en koel: 'Snij it libbene bern middentroch en jow se beide in heite.'

Doe sprong de frou mei it deade bern nei foaren. 'Och, myn hear!' rôp se, 'lit har it libbene bern mar hâlde, ik wol it wol misse, as it dan mar libje mei. Deadzje it net, o kening!' De oare lake falsk. As hja it dan net hâlde mocht, dan krige dy oare it to-minsten ek net. En bitter sei se: 'Snij it mar troch, dan ha wy beide neat!'

De jonge kening riisde oerein. 'Bring it swurd fuort', sei er, 'ik wit it al! Dy earste, dy't it libbene bern wol misse wol om it yn it libben to hâlden, dat is de echte mem; dy oare, dy't it wol oansjen koe, dat it in wrede dea stjerre soe, dat kin de mem net wêze. Ûntnim har it libbene berntsje en jow it oan de earste!'

Doe krige de echte mem har bern werom en har waerme, blide triennen dripten op it lytse kopke; de oare gyng de doar út, swijend, biskamme, it deade bern op 'e earmen. It nijs fan dizze wûndere rjochtspraek gyng troch hiele Israël en it folk wie bliid mei de nije kening, dy't noch sa jong wie en lykwols sa wiis.

De hearlikheit fan 'e kening

IT WIE WOL IN GREAT EN MACHTIG ryk, dêr't de jonge Salomo oer hearske. Hwant net allinne, dat er as kening stie oer hiele Juda en Israël, mar ek oare folken wiene him ûnderwurpen en bitellen him elk jier skatting. Men koe fan 'e grins fan Egypte reizgje nei de Eufraet-rivier en alle keninkriken dêr't men dan troch kaem, hearden ta syn machtsgebiet.

Gjin wûnder dat kening Salomo, om sok in great gebiet to bistjûren, gâns folk yn syn tsjinst hie: amtners, offisieren, soldaten, slaven en folle net genôch. Al dy minsken krigen har lean net yn jild, mar yn itenswaer en om't de measten wer troud wiene en bern hiene, moast der hiel hwat wêze. Meiïnoar krigen se elke dei sa'n tritich oksen, hûndert skiep en fakenfolle noch ûnderskate soarten wyld en by al dat fleis naem it deis noch tritich tûzen liter moalspiis. It wie dus wol in hege steat dy't de kening fierde, mar it folk klage net en om't it altyd frede wie en gjin rampen it lân troffen, koene se de hege lêsten skoan opbringe. En hja founen it ek wer moai, dat hja sok in goed en wiis kening hiene,

en gunden him syn eare en rykdom wol. Hiel it folk libbe rêstich en to-freden, elk ûnder syn wynstôk en figebeam en it leger dat Salomo hie - wol sa'n sechstjin tûzen hynders mei de weinen en de ruters dy't der by hearden! - hoegde nea to striden tsjin oare folken. Hy wie wol echt in frede-kening, hiel oars as David destiids, en Israël hie noait sa goed bigrepen, dat hja Gods eigen folk wiene as yn syn dagen.

Mar al hoegde Salomo dan net út to tsjen om to oarlogjen, dêrom hie er wurk en drokte genôch. It gewoane keningswurk ferge al gâns fan syn tiid, mar de earste jierren hie er it binammen drok mei bouwen. Hy woe Jeruzalem meitsje ta de moaiste en sterkste stêd fan it ryk en dêrom makke er de muorren om 'e stêd sterker en swierder en boude er himsels en syn froulju in prachtich hûs. Mar it hearlikste bouwurk moast de timpel wurde, it Godshûs, dat David net bouwe mocht en dat er by syn libben noch oan Salomo opdroegen hie. It moast in timpel wurde foar de Alderheechste God, it teken fan syn macht en hearlikheit, dat der mocht neat oan sparre wurde, gjin goud noch djûre stien, en it moast moaijer wurde as alle timpels yn 'e lannen fan 'e heidenen.

Tweintich lange jierren duorre de bou fan paleis en timpel en it wie in hiele soarch om alles klear to krijen. Alhiel út 'e Libanon, in berchtme noard fan Israël, moast it hurde sederhout en de bêste stien komme, hwant yn Israël sels wie net folle bosk en ek gjin gaedlike berchstien. De Libanon hearde by it ryk fan kening Hiram, dy't to Tyrus wenne en mei him sleat Salomo in forboun: hy levere oan Hiram weet en oalje, elk jier in machtigen heap en dy soarge dan foar hout en stien. Sa'n oardelhûndert tûzen man kappen it hout út 'e bosken en de stien út 'e bergen en togen it nei de rivier; sa gyng it dan nei de Greate Sé en dêrwei flotten handige skippers it nei Joppe, in haven yn Israël. Dan kaem it swierste wurk noch oan: dwers troch it lân moast it dan nei Jeruzalem sleept wurde, dat boppe op in pear bergen boud wie.

Fansels moast Salomo foar al dat wurk in heap folk brûke en altyd troch hie er sa'n tritich tûzen man yn it wurk. Dat wiene gjin frije arbeiders, dy't foar lean arbeiden en ophâlde koene as hja har nocht hiene; it wiene gewoane boere-minsken, dy't thús ek har eigen wurk hiene en fan tiid ta tiid opkomme moasten om de kening to tsjinjen. De regel wie, dat hja ien moanne ûnder tsjinst wiene en dan wer twa moanne thús om har lân to birêdden en it wiene fansels net elk jier wer deselden, dy't it diene. Yn it earstoan skikte it folk him der nei: it wie altyd better as oarlogje en it gyng foar har eigen kening, mar letter, doe't it bouwen al mar troch gyng en der gjin ein fan 'e hearetsjinsten kaem, krigen se der har nocht fan. In hege amtner, Adoniram, regele dy saek en rôp de minsken op en om't er tige krekt en strang wie, mocht it folk him net lije. Hy is dan ek raer oan syn ein kommen, mar dat wie folle letter, doe't Salomo der al net mear wie.

Nei tweintich jier wie de timpel dan einlings klear en it wie in prachtich gebou wurden, sa moai, dat it mei gjin pinne to biskriuwen wie. Heech riisde it boppe de grize muorren fan 'e stêd, in dream fan marmer en fûnkeljend goud en de fromme Itraëliten dy't kamen op it ynwijingsfeest, waerden der stil fan, doe't hja it seagen, heech op 'e Sionsberch. Nou bigriepen se, dat it sa lang duorre hie, mar nou wie it ek sa prachtich, soks wie der yn oare lannen net. Dit wie in hearlik hûs foar de Heare, har God, ûneinich folle moaijer as de Tabernakel froeger. En dat dy hege Heare nou wenje woe yn dizze stêd, yn dizze timpel, yn it formidden fan syn folk; it wie hast

to great en to wûnderlik. Hy wie it weardich, dat hja Him tsjinnen mei it hiele hert en út alle macht en dat hja trou syn geboaden diene.

It feest fan 'e ynwijing duorre sawn folle dagen. De earste deis hellen de preesters de hillige ark en brochten him yn it nije Godshûs, yn 'e donkere keamer dy't ‘it Alderhillichste’ hiet. Der waerden in great tal offers brocht en foar it alter spriek de kening in wurd fan tank en lofforheffing oan God, dy't oan't nou ta syn folk seinge hie en dy't ek fierder by har wenje woe. Letter die de kening in lang en hearlik gebet, dêr't it folk stil en earbiedich nei harke. Hy frege oft God him ek fierder bifêstigje woe yn syn keningskip en oft syn eagen nacht en dei iepen wêze mochten oer dit hûs, om to harkjen nei it gebet, dat syn folk fan dit plak ôf dwaen soe. Hy smeke

de Heare oft er rjocht dwaen woe oan elk dy't yn need wie, oft er syn folk biwarje en seingje woe, yn tiden fan oarloch, fan droechte, fan honger, as it syn sûnden bilide en yn dizze timpel ta Him bidde soe. Ja, hy frege de Heare oft er ek hearre woe nei elk dy't net fan Israël wie, mar dy't út in fier lân komme soe om syn namme oan to roppen. En as it folk fan Israël yn sûnde falle mocht, en as de Heare har yn syn grime nei in fier en frjemd lân fierde en hja bikearden har en rôpen ta him, it antlit nei it âlde lân en nei dit hûs, och mocht Er har dan hearre en har forlosse en har werombringe yn har eigen lân.

Doe riisde de kening oerein en seinge it wachtsjend folk en dêrnei, dagen oanien, waerden yn it nije hûs de offers slachte en de feestspizen iten. De achtste dei gyng elk nei syn hûs, bliid en wol to moed om al it goede, dat de Heare dien hie oan syn folk.

Nei it ynwijingsfeest kaem de Heare sels ta Salomo en spriek him ta. ‘Ik haw dyn smeekbea heard, dystû smeekjende dien hast en Ik haw dit hûs hillige en astû myn geboaden hâldst en yn myn wegen giest, dan sil Ik dyn troan bifêstigje yn ivichheit. Mochten jim en jimme bern jim lykwols fan My ôfkeare en oare goaden tsjinje, dan sil Ik jim ûtroegje út dit goede lân en jim foar myn antlit weismite, dat Israël in spotliet wurde sil by alle frjemde folken en dan sil Ik dit hûs, datstû My set hast, ta in púnfal keare litte!’

Bihalve ta syn keningswurk en syn bouplannen, foun Salomo ek noch tiid ta stúdzje en skriuwen: lyk as syn heit wie er dichter en makke er in great tal fersen. David hie by syn libben gâns psalmen dichte, lieten fan forlossing en útrêdding út greate gefaren, fersen fan djip birou en fan djippe tank, mar Salomo, dy't folle rêstiger libben hie, dichte foaral oer de natuer, oer alles dat de Heare skepen hie. Ek mocht er himsels graech yn allerhanne slimme fragen jaen en dêr skreau er gâns wize spreuken oer, dy't net allinne lêzen waerden yn syn eigen lân, mar ek fier oer de grinzen fan Israël. Sels yn fiere lannen wie syn namme bikend en om fierrens wei kamen wize lju om mei him to praten oer swiere en slimme fragen. Ien kear kaem der sels in frou: de keninginne fan Skeba, dy't earne yn Arabië har ryk hie.

Hja hie al faek fan dy wize kening dêr to Jeruzalem heard, fan syn macht en hearlikheit en foaral ek fan syn God, mar hja koe hast net leauwe dat al dy forhalen wier wiene. Op it lêst teach se nei Jeruzalem om mei eigen eagen to sjen hwat der wier wie fan al dy geroften. Hja kaem to Jeruzalem mei in great gefolch fan tsjinners en kamielen en mei skatten fan goud en jewielen en fan 'e djûrste krûderijen. Salomo wie tige bliid mei har komst en liet har alles sjen dat er hie. Yn 'e wide troanseal ûntfong er har en harke er nei har riedselspreuken, dy't er allegearre oplosse koe; dêrnei sieten se oan tafel yn 'e ytseal en hja bisaude har suver oer al de tsjinners dy't dêr by yn aksje wiene. Ek de kleankeamer biseach se en de wynkelder, en yn 'e timpel makke se in offer-tsjinst mei. Doe't hja alles sjoen hie, sei se tsjin 'e kening: ‘It hat de suvere wierheit west, hwat ik yn myn lân oer jo heard haw; ik koe it net leauwe, mar nou wit ik dan: de heite wie my noch net trochdien; jins wysheit en rykdom geane de rom dy't ik heard haw, fier to boppe. Priizge mei wêze de Heare jins God, dy't jo op 'e troan set hat, om't er Israël yn ivichheit leaf hat.’

Nei't hja noch gâns bipraet hiene to-gearre en ek hannelssaken dien hiene, teach de keninginne werom nei har lân, bliid en tankber dat hja de greate kening nou heard en sjoen hie. Ek Salomo sels wie bliid mei alles dat er fan har krigen hie: wol hûndert

tweintich talinten goud hie se yn Jeruzalem bliuwe litten en letter krige er noch in heap goud út Ofir, dêr't syn eigen skippen, yn boun mei Hiram sines, hinne fearen. It kaem sa fier dat Salomo riker wie as alle keningen en dat it sulver net mear yn tel wie. It wurd wie wol neikommen dat He Heare sprutsen hie yn 'e dream to Hebron. Noch noait hie Israël sa ryk west, noch noait hiene oare folken der sa heech by opsjoen as yn dizze tiid.

Mar al dy hearlikheit, dy't God yn sa romme mjitte joech, hie Er in doel by. It gyng Him net âlderearst om Salomo, net om it folk fan Juda en Israël: de gloarje fan kening Salomo wie teken en symboal fan de hearlikheit fan in oare kening, dy't letter komme soe en ivich hearskje oer de folken fan 'e wrâld: Jezus Kristus, de soan fan God. It wie net slim dat Salomo dat noch

net wist, dat koe gjin minske doe noch witte, mar it wie al slim dat er letter, doe't er âlder waerd, syn God net mear sa trou tsjinne en him ôfjoech mei oare goaden. Dat soks net mocht, dat wist kening Salomo, de wiiste fan alle minsken wol en swier soe de Heare him straffe foar syn ûntrou.

De ûntrou fan 'e kening

BY ALLE RYKDOM OAN GOUD EN skatten, hie kening Salomo ek in great tal froulju. Om't er mei safolle lannen hannel dreau, krige er kunde oan keningen en hege lju en om de bân hwat oan to hâlden, troude er dan faek mei in dochter of in suster fan dy mannen. Mar by al dy foarstinnen - sa'n sawnhûndert, alles meiïnoar - naem er ek noch trijehûndert slavinnen, dy't syn feinten foar him kochten, ta frou. It wie yn dy tiid sa, dat in kening noch hiel hwat froulju ha moast om syn stân op to hâlden, mar tûzen froulju yn fjirtich jier, dat wie sels foar in kening as Salomo wol hwat ryklik. En as it dan allegearre noch froulju út Israël west hiene, mar der wiene by út Moab en Ammon en Edom; der wiene Hettityske en Sidonyske, allegearre hast fan dy folken, dêr't Israël gjin omgong mei hawwe mocht.

It wie gjin wûnder dat Salomo, doe't er âlder waerd, tsjin safolle froulju net op koe, mar hy hie it himsels oandien en it wie syn skuld dat it forkeard gyng. It bigoun, lyk as meastal, tige yn it lyts: hy harke nei hwat hja fortelden oer har eigen lân en goaden en doe't hja seine, dat it dochs sa moai wêze soe, as hja yn it frjemde Jeruzalem har eigen goaden ek tsjinje koene, liet er dêr it ear nei hingje. It soe ek wol goed foar it ryk wêze, as er it hwat skikte mei dy frjemde goaden: de keaplju fan Tyrus soene nammersto leaver to Jeruzalem komme, as hja dêr ek in timpel founen fan har eigen god en Moab en Ammon soene har williger deljaen ûnder Israël, as er ek har goaden eare. En sa kaem it, dat kening Salomo, de soan fan David, de man dy't Gods hillich hûs boud hie, in offerhichte makke foar Astarte, de goadin fan Sidon, foar Kamos, de god fan Moab en foar Milkom, de ûngod fan Ammon. Bûten de muorren fan 'e stêd wie it, mar dêr wie it wier net better om. It wie ek net sa, dat Salomo de Heare alhiel forgeat, en him neat mear oan him gelegen lizze liet, né, mar hy woe èn de Heare èn de ûngoaden tsjinje en dat is al mis. Hwat David, by al syn freeslike sûnden, noait ien kear dien hie: de frjemde goaden neirinne, dat die syn wize soan. En doe't ien kear dy trije ûnhillige alters stiene op 'e berch by Jeruzalem, duorre it net lang of hy offere ek sels. Sa djip wie Salomo fallen, dat hy, dy't ienris sa bidden hie foar it folk, syn folk ôffierde fan God en it sûndige wegen wiisde. Op sok in kwea, fan sok in man, moast in swiere straf komme.

Op in kear kaem de Heare wer ta syn oerhearrige tsjinstfeint, mar dizze kear sil it wol net yn in dream west ha, mar earder troch de mûle fan in profeet en strang wie it boadskip fan 'e hege God: ‘Omdat dit by dy bard is, datstû myn forboun net hâlden hast, dêrom sil Ik it keninkryk fan dy skuorre en jow it ien fan dyn tsjinners. Allinne sil Ik it net yn dyn dagen dwaen en Ik sil ek net it hiele ryk fan dy ôfskuorre, mar ien stam sil ik dyn soan jaen. En it is net om dy dat Ik dat noch doch, mar allinne om myn tsjinstfeint David en om de stêd Jeruzalem, dy't Ik útkard haw.’

It moat foar Salomo in swiere slach west ha, doe't er dat Godswurd hearde. Ien inkele stam foar syn soan, ien lytse stam, ynpleats fan Davids great en machtich ryk. Mar it wie eigen skuld. Fuort nei dy tiid al bigoun der in opstân yn it lân Edom en krige er lêst mei in Edomityske prins, dy't Hadat hiet en dy't great wurden wie yn Egypte. Mar heite slimmer en dreger tsjinstanner krige er yn ien fan syn eigen tsjinners: Jerobeam, de soan fan Nebath.

Jerobeam

HY WIE IN MAN ÚT IT BERCHlân fan Efraïm, en krekt as safolle oare Israëliten, wie er oproppen om

foar de kening to arbeidzjen. Syn heit libbe al net mear, dat hy foun it net moai dat er sa fier fan hûs moast, mar der holp neat oan: hy moast opkomme en holp as ploechbaes mei oan 'e bou fan 'e Millo, in machtige toer by de muorre fan Jeruzalem. Jerobeam wie iverich en hoewol't er net folle fielde foar dizze hearetsjinsten, die er dochs goed syn bêst; hy wie nou ienris gjin man om foar it wurk wei to winen. De opsichters murken al gau, dat de ploech fan Jerobeam mear wurk forsette as alle oare en hja sprieken oer him by de kening; net lang dêrnei sette Salomo him oer alle hearetsjinsten fan 'e Jozef-stammen en sa waerd de soan fan Nebath fan in arbeidersman in amtner yn tsjinst fan 'e kening. Ek yn dit nije wurk die er trou syn plicht en de kening tocht, dat er in goede set dien hie.

Dat wie ek sa, der waerd mear dien as foartiid, mar der siet ek in oare kant oan: nou't Jerobeam sa folle minsken ûnder him hie, hearde en seach er ek mear. De mannen fan Israël wiene net sa bêst mear to sprekken oer Salomo en hja klagen stien en bien oer de swiere hearetsjinsten. Dat er destiids de timpel to Jeruzalem boud hie dat koe gjin ien him kwea ôfnimme, mar dat er noait wer ophâldde fan bouwen en de iene stêd nei de oare forsterke, dat wie minder. En it wie ek dat bouwen net allinne, dat har yn 'e wei wie, mar de kening libbe sa yn wielde en hy hâldde der safolle froulju en safolle boaden op nei, dat it folk de swiere lêsten hast net mear opbringe koe.

Jerobeam hearde al sokke klachten geduldich oan en al sei er it net altyd, yn syn hert joech er har gelyk. Sa'n wielde as dêr't Salomo yn libbe, dat koe allinne yn in great en ryk lân as Egypte, mar net yn Israël. It wie him ûnbigryplik dat in wiis man as Salomo it net ynseach, dat er it noch minder makke, troch de swierste lêsten op 'e oare stammen to lizzen en Juda, syn eigen stam, to ûntsjen. En sûnt de opstân fan Absalom en fan Seba hie it al noait hielendal wer goed west tusken Juda en Israël. It koe yn 'e takomst noch bêst útrinne op in skieding, sa like it Jerobeam ta.

It barde op in kear, dat er op reis wie fan Jeruzalem nei Seréda, syn eigen stêd, dêr't ek syn mem wenne. Op in iensum ein fan 'e wei, midden op 'e romte, kaem er de profeet Ahia tsjin, dy't in gloednije mantel oan hie. Jerobeam gyng oan 'e kant, lyk as it foech jowt as men in Godsman moetet, mar ear't er him noch groetsje koe, kaem de profeet op him ta en triek de nije mantel út. Sûnder dat er in wurd sei, bigoun er de mantel yn stikken to skuorren en Jerobeam wachte geduldich. Dy lappen soene har bitsjutting wol hawwe, hwant sa'n profeet die soks net sa mar. Yn tolven skuorde er de mantel. Tolve stammen, gyng it him troch de holle. Mar hwat hie hy, in man út it stedtsje Seréda, mei de stammen Israëls út to stean?

Doe naem de profeet tsien lapen fan 'e groun en hâlde se him foar. En earnstich sei er: ‘Nim dû der tsien stikken fan, hwant sa seit de Heare, de God fan Israël: Ik sil it keninkryk út Salomo's hân skuorre en ik sil dy tsien stammen jaen, dêrom dat er My forlitten hat, en him bûgd hat foar Astarte, de goadinne fan 'e Sidoniërs, foar Kamos, de god fan 'e Moabiten en foar Milkom, de god fan Ammons bern. Lykwols sil Ik dat net daliks dwaen, mar Ik sil him kening bliuwe litte, al syn libbensdagen, om 'e wille fan syn heit David en om 'e wille fan Jeruzalem, de stêd dy't Ik útkard haw. Ik sil dy tsien stammen jaen en syn soan sil Ik ien stam jaen, dat myn tsjinstfeint David altyd in lampe foar myn antlit hawwe mei to Jeruzalem, de stêd dy't Ik útkard haw om myn namme dêr to bifêstigjen! En Ik sil dy nimme en dû silst regearje oer Israël en astû harkest nei myn wurd en myn ynsettingen en myn geboaden hâldst,

lyk as myn feint David dien hat, dan sil Ik mei dy wêze en dy in fêst hûs bouwe en dy Israël jaen.'

Doe't Jerobeam wer fierder roun, allinne op 'e stille wei, moast er oanienwei oan dat Godswurd tinke. It wie sa great en sa nij, hy moast der earst oan wenne. It greate ryk fan kening Salomo soe yn twaën gean en hy, in widdou's soan fan Seréda, soe it greatste stik hawwe. Tsien stammen tsjin ien, hwant Simeon telde net mear mei, dat wie alhiel yn Juda opgien. Hy hie it noait tinke doarst, dat dit foar him weilein wie! Mar as Gods eigen profeet it oankundige, dan kaem it ek fêst sa. It like ek al net iens sa frjemd mear, nou't er him

der ynjoech: hy hie altyd goed mei minsken omgean kinnen en it folk fan Efraïm wie him wol genegen. Maklik wie it net, kening to wêzen, mar hy soe it wol rêdde. It wie ek wer moai, to hearskjen oer de tsien stammen, macht to hawwen en keningseare. En hwat de profeet yn it lêst sein hie, dat er net by Salomo's libben kening wurde soe en dat er Gods geboaden hâlde moast, dêr tocht er mar net to djip oer nei. Hy soe sels wol meitsje dat er oan 'e macht kaem en hy soe sels witte hoe't er letter regearje soe! Hy wie bliid mei it wurd fan 'e profeet en hy naem it as in goed teken, mar fierder koe er him sels wol rêdde en steurde er him net oan oaren.

Hy sette nou mei noch mear iver syn wurk troch. Alles dat syn mannen bouden yn Efraïm, soe ommers dochs fan him wêze! Der wie mar ien ding dat him yn 'e wei wie: it koe noch lang duorje ear't Salomo de holle dellei. Hy wie nou sa'n fiif-en-fyftich, de kening, en as er like âld waerd as syn heit, dan hie er noch fyftjin jier to goede! Sa lang woe Jerobeam net wachtsje. En dwers tsjin it wurd fan Ahia yn, makke er alles ré om sels de macht oer to nimmen: yn 'e stêd Seréda lei er in weinpark oan, mei weinen en hynders en op in goede dei bigoun er de opstân. It slagge him net: de soldaten fan Salomo makken der gau in ein oan en Jerobeam flechte it lân út. Hy teach nei Egypte en de Farao ûntfong him mei blydskip; dy foun it wol goed dat er in tsjinstanner fan Salomo by him hie, dy't him letter faeks helpe koe.

Yn it frjemde lân forgeat Jerobeam syn plannen net en syn freonen soargen der wol foar, dat er op 'e hichte bleau fan alles dat der yn Israël barde. Hy hoegde net lang to wachtsjen: in jier of hwat létter stoar de kening en sadré't er de boade krige, joech er him op reis nei hûs, nei de stêd Seréda. It wurd fan 'e profeet soe yn forfolling gean en earder as Jerobeam sels tocht hie.

Spitich dat er net nei Israël teach as in man dy't fan Godswegen roppen is ta swier en wichtich wurk, mar dat er kaem yn eigen krêft, in man, dy't it sels wol dwaen soe en dy't net om God en net om syn geboaden joech.

It bruisen ryk

SA WIE SALOMO DAN STOARN EN bigroeven yn syn heite grêf, yn 'e stêd Jeruzalem. Hy wie noch net âld, noch mar krekt sechstich jier, doe't er foargoed de holle dellei: it like wol as hie de Heare syn jierren ynkoart, doe't er syn geboaden ûntrou waerd en de ûngoaden offere. Hwant wol hie God him dy nachts to Gibeon in lang libben ta-sein, mar dat wie allinne op bitingst, dat er yn Davids wegen gean soe en de wet fan Mozes yn acht nimme.

Sadré't de kening stoarn wie, folge syn âldste soan, Rehabeam, him op en de âldsten fan Juda kamen to Jeruzalem en diene him hulde. Hy hie fêst tocht, dat ek alle oare stammen him daliks ynhuldigje soene, mar dat barde net. Ek Israël woe him as kening hawwe, mar allinne op dit iene bitingst, dat er de swiere tsjinst fan syn heit lichter meitsje soe. Dat doe't einlings de lieders fan 'e tsien stammen by Rehabeam kamen, brochten se him net de keningshulde, lyk as er forwachte hie, mar hja seine him dúdlik hwer't it op stie. Salomo hie har op swiere lêsten set en har in hurd jok to dragen jown, syn soan moast dy hurde tsjinst gâns lichter meitsje, oars woene se him

net ta kening salvje. En as er har tajaen woe en hy biloofde har hwat hja fregen, dan soe er to Sichem komme moatte, hwant dêrre woene se him ta kening útroppe en net to Jeruzalem.

Rehabeam hearde der raer by op, dat hja mei sokke easken komme doarsten. Hy wie net jong mear, al sa'n fjirtich jier, mar yn mannich ding like er noch op in bern, in eigensinnich en bidoarn bern, in prins, dy't allinne mar libje koe yn rykdom en wielde. Mar as it folk minder lêsten opbringe soe, dan koe hy ek sa'n hege steat net fiere, dan moast er mei minder boaden ta, mei minder froulju, mei lytser leger, mei minder hynders en weinen en dan koe er ek net safolle bouwe as syn heit by syn libben dien hie. En dat woe er net. In soan fan de greate Salomo koe dochs net sober libje, lyk as David destiids? David - dat wie mar in gewoane boeresoan, in hoeder yn syn jonge jierren, mar hy, Rehabeam, hy wie in prins fan Israël! Né, hy koe net tajaen en hy woe net dwaen hwat hja fan him fregen; de tsien stammen moasten har

skikke. As er mar stiif op syn stik stean bleau, dan soene se fêst wol krimp jaen. Mar de âldsten fan Israël hâldden har ein fêst. De kening moast it sels witte: hy koe har lêsten lichter meitsje en nei Sichem gean en dan soene se him huldigje as har kening, ôf hy koe it net dwaen, mar dan hoegde er net to tinken dat hja him oait salvje soene. Sels de greatske Rehabeam murk wol, dat hja mienden hwat hja seine. As er ek oer de tsien stammen hearskje soe, dan moast er tajaen en har yn 'e mjitte komme. It wie in swier stik foar de greatske kening, mar it koe net oars. En spitich sei er: ‘Goed, rop dan in folksforgearring op to Sichem en dan sil ik ek komme. Mar ik biloof noch neat; ik wol der my earst noch oer biriede.’ Forgrime seach er se nei. Nou hie er dochs de minste west en dy koppige boeren út 'e bergen fan Efraïm hiene dochs har sin! Mar hy hie noch neat tasein, hy koe altyd noch werom.

Net lang dêrnei ried de greatske kening de poarte fan Jeruzalem út, op reis nei Sichem. Doe't er dêr kaem, seach er fan fierren de rigen tinten al op it griene fjild. Fansels, tocht er bitter, net ien wie weibleaun: in kening dy't him fornederet foar syn folk, dat woene se net forsitte!

Doe't er bikommen wie fan de lange, ûngemaklike reis en doe't hja de keningstint opset hiene, liet er de lieders fan it folk komme. It wie altyd better, dat er mei in pear mannen praette, as mei in hiele kloft! Doe't hja bûgjend de tint ynkamen, waerd syn sin der net better op: de lieder fan de dêputaesje wie Jerobeam, de soan fan Nébath. Hy haette him, dy tsjinstfeint, dy't tsjin syn kening opstien wie, mar it wie nou de tiid net om der oer to bigjinnen. Jerobeam die sels it wurd. ‘Jimme heit hat ús jok swier makke: meitsje jo nou dy hurde tsjinst fan jimme heit en it swiere jok, dat er ús oplein hat, lichter, en dan sille wy jo tsjinje en jo sille ús ta kening wêze.’ En noch koe Rehabeam der net ta komme om ta to jaen. Hy wist dat Jerobeam gelyk hie en dat der fan de swiere lêsten bêst in stik ôf koe, mar hy woe him net skikke; As er mar ienkear kening wie, dan soe er se wol krije, dy moaije mannen fan Efraïm. Mar dat koe er har net lyk yn it gesicht sizze; hy moast mei fordrach, oars smieten se fuortynienen de kop yn 'e nekke.

‘Gean hinne’, sei er koart, ‘en kom mei trije dagen werom, dat ik noch tiid haw om my to birieden’. Jerobeam en de oaren gyngen der út. Hy soe syn trije dagen hawwe, dy greatske kening, mar hwerom koe er nou daliks net sizze hoe en hwat? Hie er har al net langernôch oan 'e praet hâlden, doe to Jeruzalem?

Rehabeam wist oars goedernôch hwat er woe: net tajaen, de lêsten net lichter meitsje, mar hy doarst it net oan om dat to sizzen, ear't er syn riedslju frege hie. De oare deis rôp er se gear yn syn tint, al de amtners dy't syn heit al tsjinne hiene en dy't er meinommen hie nei Sichem; ek de âlde Adoniram wie der by, dy't mear as fjirtich jier oer de hearetsjinst gien hie. Stik foar stik wiene it mannen, dy't wisten hwat Salomo fan syn folk frege hie en der wiene guods, dy't ek each hiene foar de noeden en soargen fan de lytse man. De kening riisde oerein. ‘Hwat riede jimme, dat ik dit folk antwurdzje sil?’ Hja hoegden har net to birieden en sprieken: ‘Jo moatte dit folk in skiklik andert jaen en har to wille wêze. As jo hjoed ien kear de minste wêze wolle, en it folk tsjinje, dan sille hja jo tsjinje jins libben lang.’ Rehabeam fielde wol, dat hja in goede rie jown hiene. Sels al wie er net fan doel om it folk to-wille te wêzen, dan noch moast er har in freonlik antwurd jaen; as er mar ienkear kening wie, dan koe er letter de skea wol wer ynhelje. It wie snoad bitocht: ien dei de minste wêze en dan alle dagen baes. Mar dat wie it him nou krekt: hy woe de minste net wêze, gjin dei en gjin ûre! In kening, en dan noch wol in soan fan Salomo, hoegde him net

to skikken nei it mindere folk. Hy hie dy âlde mannen net iens hoegd to freegjen; hja wiene bang en wisten net hwat in kening takaem! Noch ien kear soe er mei syn tsjinners rieplachtsje, mar dan mei oaren. Doe rôp er de jonge riedslju gear, mannen dy't mei him great wurden wiene en lei har deselde fragen foar.

De jongemannen wisten mar al to goed, hokker antwurd de kening forwachte en hja fielden wol, dat er har rie ek dwaen soe. Hja wiene it alhiel mei him iens. In kening moat kening bliuwe, hy moat allinne om himsels tinke en de soargen fan syn folk moat er him net om foroarje. It wiene rebellen, dy mannen fan Israël en sokken moast men strang oanpakke. En

foar harsels wie it ek better, dat de lêsten heech bleauwen: hoe mear der elk jier ynkaem, hoe mear der foar harsels ôffoel! Dat de kening koe it antwurd krije, dêr't er op hope.

'Dit biskie sille jo dat folk jaen, dat jo oan west hat: Myn pink sil tsjûker wêze as ús heite mul; byhwannear 't ús heit in swier jok op jimme lein hat, ik sil der jitte oan ta dwaen; ús heit hat jim mei de swipe kastijd, mar ik sil jimme mei gisels kastije. En as jo har moarn dat antwurd jowe, dan sille se wis bang wurde en hja sille foar altyd jins slaven wêze!'

Kening Rehabeam glimke: dit wie mannetael. Syn pink soe swierder drukke as syn heite heupen, mei oare wurden: de lêsten soene swierder wurde ynsté fan lichter; de straffen, as hja net opkamen of it net goed diene, soene noch slimmer wurde. Net de swipe mear, mar de gisel mei skerpe stikjes izer. Nou wist er, hwat er sizze soe!

De oare moarns, op it fjild by Sichem, stiene de mannen fan Israël klear en wachten op it keninklik antwurd. Gjin ien wist hoe't it komme soe en hwat de kening bisletten hie, mar ien ding sie fêst: dit wie hjoed syn lêste kâns. Hja lieten har net wer ôfskypje en soene gjin útstel mear jaen. Hjoed wie it 'ja' of 'né'.

Doe't de kening it fjild op kaem en foar har stie, waerd it stil. Fan hwat er nou sizze soe, hong alles ôf: de takomst fan Davids ryk, fan 'e tsien stammen, fan Salomo's hûs. En dêrmei bigoun Rehabeam to sprekken, lûd en daegjend, in spotske glim om syn mûle.

'Ús heit hat jimme jok swier makke, mar ik sil it noch swierder meitsje; ús heit hat jimme mei de swipe kastijd, mar ik sil jimme mei gisels kastije.' It wie dea-stil op it fjild, gjin ien koe sa gau wurden fine en elk liet it goed yn him deljaen hwat de kening sein hie. Dus dit wie it antwurd op har dimmene fraech! It wie net 'ja', it wie net ienris 'né', it wie slimmer as ien fan harren tocht hie. Noch mear soene se opbringe moatte, noch faker opkomme en noch swierder waerden de straffen. Mar dit namen se net! Sa'n kening soe net oer harren hearskje! En doe, yn dy swiere, ladene stilte, bigoun earne in lûde stim. It wie it âlde liet fan Seba, de man dy't tsjin David opstien wie:

> 'Hwat diel hawwe wy oan David?
> Hwat erfskip dochs oan Isaï's soan?
> Nei jimme tinten, o Israël!
> Rêd nou dyn eigen hûs mar, o David!'

Rehabeam waerd kjel, doe't er it hearde. Hie er dan dochs forkeard dien? Hie er dochs de rie fan 'e âlden dwaen moatten? Soe er nou noch ta-jaen? Mar ear't er in wurd sizze koe bigoun it liet fan 'e opstân wer, mar dizze kear namen tsien, hûndert, tûzen mûlen it oer. It waerd in machtich sprekkoar, dat davere oer de lannen.

> 'Hwat diel hawwe wy oan David?
> Hwat erfskip noch oan Isaï's soan!...'

Al lûder klonk it, al wylder. Doe kearde it hiele folk him om en gyng fuort, nei de tinten fierderop. 'Nei jimme tinten, o Israël!' En op it wide fjild, bleek en biskamme, bleau Rehabeam stean, in kening sûnder folk. Nou koene de jonge riedslju him net mear helpe; dit hiene se net tocht. It spiet har, mar nou wie it to let. Yn 'e fierte,

tusken de tinten, gyng noch dat spotske liet: ‘Rêd nou dyn eigen hûs mar, David!’ Letter op 'e dei, doe't er oer alles nei tocht hie, stjûrde Rehabeam noch wer in boade nei it opstannich folk. It waerd net ien fan syn jonge freonen, dy koene him net helpe, mar de âlde Adoniram, de man fan 'e hearetsjinsten, dy't it folk wol genegen wie. Hy hie in goed boadskip: kening Rehabeam hie him bitocht, dat as hja jitris kamen en forlichting fregen, dan soe it wol goed komme.

It waerd de âldman syn lêste reis. Hja lieten him net ienris oan it wurd komme om syn boadskip to sizzen. Dat wie dy Adoniram, dy't har sa faek al oproppen hie, út har eigen wurk, ta de bou fan Juda's stêdden. Wyld lôge har grime op. Soe it nou al oangean? Kaem Adoniram nou al om 'e tsjinst swierder to meitsjen? En ear't er noch hwat sizze koe, hiene se al stiennen opkrigen en foelen se op him oan. As in lilke houn bruiden se him dea...

Mar noch wie har grime net bikuolle, noch wie de hún fan dat antwurd net wreke. Oer it iepen fjild stoarmen se op 'e keningstint los, de fûsten driigjend omheech. De greatske kening koe noch krekt op syn wein komme; de stiennen foelen om him hinne, doe't de fuorman de hynders ynsloech. Fjouwerjend gyng it de lannen oer, op nei Jeruzalem.

Sa kaem kening Rehabeam, de soan fan Salomo, werom yn syn stêd. Troch syn eigen dwaesheit en heechmoed hie er de greatste helt fan syn ryk forspile en Davids libbenswurk to-neate makke. Mar it wie net allinne om syn skuld, dat Israël en Juda byinoar wei rekken: de djipste oarsaek wie de sûnde fan Salomo en de straf fan Israëls God.

Letter hat Rehabeam noch bisocht om de tsien stammen mei gewelt by syn ryk to twingen: mei in great leger triek er oer de grinzen nei it gebiet fan Efraïm. Mar ek dêr is neat fan kommen: in profeet des Heare kaem him yn 'e mjitte en stjûrde him en syn leger werom.

Sa hâldde Rehabeam dan allinne Juda en Jeruzalem oer en de oare stammen keazen Jerobeam ta kening. It wurd fan Ahia, de profeet, wie neikommen...

Feest to Bethel

SA SIET JEROBEAM, DE SOAN FAN Nebath, op 'e troan yn syn haedstêd Sichem en koe er syn hert mar ophel je oan keningsmacht en keningseare. Mar noch fielde er him net botte feilich, sels net doe't er Sichem forsterke hie tsjin in mûglike nije oanfal en nei't er oan 'e oare kant de Jordaen de stêd Pniël boud hie om sterk to stean tsjin de âlde fijân, de bern fan Ammon.

Fansels wie der gjin reden om bang to wêzen: God sels hie him roppen ta it keningskip en tasein, dat ek syn soan nei him regearje soe, as hy syn geboaden hâldde. Mar al hie er doe dat Godswurd krige, dochs bitroude er net op 'e Heare; de biloften Gods seine him net folle; hy wie in man, dy't sels syn ryk opbouwe woe en dy't syn eigen wegen gyng. Wurkje en bidde, sa moat it mei de minske, mar Jerobeam tocht, dat it mei wurkjen allinne wol ta koe Hy woe syn keningskip net as in genede oannimme út Gods hân, hy woe it sels biskreppe en sels syn ryk bouwe.

En der wie ien ding, dat him tige yn 'e wei wie en dat er net mear tastean woe: dat syn folk noch altyd op 'e hege feesten nei Jeruzalem teach om to offerjen yn 'e timpel. As hja iderkear wer yn 'e âlde Godsstêd kamen, dan soene se by einsluten doch wer oanstriid krije fan 'e gloarje fan it ryk fan David en Salomo. Earst soene se yn har hert wer Rehabeam folgje, en letter soene se him, Jerobeam, deadzje en har dochs wer jaen by it âlde ryk. Né, hy mocht it der net op oankomme litte: hy moast har forbiede om noch nei Jeruzalem. Mar it spriek fansels, dat er har dan hwat oars der foar yn it plak jaen moast; in folk koe nou ienris net sûnder god en timpel. En às er soks bigoun: in timpel, mei in byld en mei preesters, dan moast er tsjin de timpel fan Salomo opbiede kinne en dat soe net ta-falle: hy koe it him gjin tweintich jier oan tiid dwaen, lyk as Salomo eartiids! Al ridlik gau hie er de plannen klear: ynpleats fan ien hillichdom soe er twa timpels ynrjochtsje, ien to Dan en ien to Bethel; foar de ark yn it plak, dy't fan hout wie mei in tin laechje goud, soe hy in massyf godsbyld meitsje; ynpleats fan yn it lân fan Juda, soe syn folk de Heare tsjinje yn it eigen ryk. Hwant Jerobeam wie hielendal net fan doel om de Heare to forlitten en om frjemde goaden to tsjinjen: hy miende echt, dat er mei syn gouden bylden de God fan Israël earje soe. Bethel, dat wie ommers in hillich plak: dêr hie by âlds Jakob yn syn dream de himel iepen sjoen en dêr hie er letter in alter oprjochte en Dan, yn it hege Noarden, dêr wennen noch preesters, dy't fan Mozes sels ôfstammen. Beide, Bethel en Dan, koene bêst tsjin Jeruzalem út, dat noch gjin hûndert jier lyn in heidenske stêd west

hie. Sa makke Jerobeam syn plannen en by in tûke goudsmid bistelde er twa gouden keallen. Hwant mear as twa *keallen* koe it net lije: it naem dochs al sa'n heap goud en hy wie sa ryk net as Salomo. In machtige bolle, libbensgreat, dat hie moaijer west, mar sa wie it ek al moai! As de keallen mar ien kear klear wiene en yn 'e timpel stiene, dan soe de Heare delkomme en boppe dy beide dieren wenje, lyk as er to Jeruzalem troane boppe de cherubim. Hy hie witte kinnen, dy oerhearrige kening, dat it in great en skriklik kwea wie, dat er dwaen woe. Ek foar him stie dat wurd yn 'e Wet fan Mozes: ‘Dû silst dy gjin snien byld meitsje... dû silst dy der net foar bûge, noch har tsjinje!’ en net om 'e nocht hie Ahia, de profeet, him syn

plicht noch ris goed foarhâlden. It like tige from, in byld to meitsjen en dan to sizzen dat it dochs winliken net om dat byld, mar om de Heare sels gie, mar it gyng tsjin Gods Wet yn, it wie sûnde en slimme ûntrou. En net allinne dat it forbean wie, mar it wie ek tige nuodlik: in folk dat ien kear wend wie om foar in byld to bûgen, soe der maklik ta komme kinne om de Heare alhiel to forjitten en frjemde goaden nei to rinnen.

Mar om al dy dingen tocht kening Jerobeam net. Syn folk soe net langer nei it lân fan 'e fijân en dêr moast alles foar wike. Doe't de beide gouden keallen klear wiene en de timpel to Bethel boud - to Dan hiene se fan âlds al in godshûs - stelde Jerobeam sels de bylden foar oan it folk. Al langernôch binne jimme opgien nei Jeruzalem om de Heare to oanbidden, mar nou hoecht dat net mear; sjoch hjirre dyn goaden, o Israël, dy't dy opfierd hawwe út Egyptelân'. En doe't it folk de gouden goaden seach, dy't blonken yn 'e sinne, doe jubelen se it út. Nou wie it ryk fan 'e tsien stammen neat minder as it âlde ryk fan David, nou hiene se alhiel gjin langst mear om noch oait wer nei de stêd fan Rehabeam. En doe't de bylden plechtich ynwijd wiene en it iene yn 'e timpel to Bethel stie, gyng in hiele kloft folk foar it oare út, de lange, lange wei nei Dan. Sa, yn steatlike prosessy, droegen de heidenen har goaden ek troch it lân...

En út 'e hege himel wei seach de Heare yn grime del op syn oerhearrich folk. Ien kear hiene har âffears yn 'e wyldernis dounse, ek om in gouden keal, mar doe wie der in Mozes, dy't it foar de Heare opnaem. Dizze kear wie der gjin Mozes, nou wie der allinne mar in kening, dy't net om Gods gebot joech en dy't syn folk foargie yn it kwea. Wol swier soe de straf wêze as de Hege God fanwegen kaem.

Jerobeam hie it gebot, dat de profeet Ahia him oerbrocht hie, yn 'e wyn slein, hy hie de straf fortsjinne, mar noch ien kear woe de Heare him warskôgje. It waerd in warskôging dy't oan it gefoel kaem...

Net lang nei de ynwijing fan 'e timpel, yn 'e achtste moanne, op 'e fyftjinde dei, bigoun yn Bethel it greate jierlikse feest. Ek op it stik fan feesten nammers, mocht de nije timpel net efteroan komme. It wie al sa'n biswier om geskikte preesters to krijen, hwant hast alle Leviten wiene oer de grins, nei Jeruzalem, tein en de kening hie al forskate mannen wijd, dy't net út 'e famylje fan Aäron en net iens út de stam fan Levi wiene. Dat founen guon minsken al in slimme ôfbrek, dat it moast to-minsten net oan in feest en oan spiisoffers stean.

It wie noch by it bigjin fan it greate feest en kening Jerobeam roun krekt by de treppen fan it alter op, doe't der in profeet oankaem. Elkenien koe oan syn klean sjen, dat it in Godsman wie, dy't dêr op it alter ta kaem, mar it wie ek oan syn dracht to sjen, dat er yn Juda thúshearde. It folk wachte yn spanning. Hwat soe er to sizzen hawwe, dy frjemdling? Mar soe de kening him hwat sizze litte fan ien út it lân fan 'e fijân?

De profeet naem daliks it wurd en hy spriek de kening sels net ienris oan. As er harkje woe, nammersto better foar himsels, mar hy hie it tsjin dit ûnhillich alter. 'Alter, alter, sa seit de Heare: Sjoch, in soan sil út it hûs fan David berne wurde, hwaens namme Josia wêze sil, dy sil op dy offerje de preesters fan 'e hichten dy't op dy rikje, en der sil minskebiente op dy forbaemd wurde'.

It waerd noch stiller nei dy driigjende, sombere wurden. In swier oardiel soe der gean oer it ryk fan Jerobeam: in kening fan Juda soe ienris Bethel ynnimme en dit nije alter ûntwije en de preesters deadzje. Mar der wie tominsten noch ien treast: it

soe nou net barre, mar letter, miskien wol ieuwen letter. De kening sei neat, mar gyng troch mei it offer. Hy hie dy Godsman út Juda wol deadzje wollen, dy man út it lân fan 'e fijân, dy't tsjin syn alter profetearre en syn feest bidoar mei syn flokspreuk - mar hy doarst net. Dy't de hân opheve tsjin in profeet, dy krige it mei de goaden to dwaen. It bêste wie dat er mar krekt die, as hie er neat heard. Hy soe him net kenne litte. Doe forbiet er syn grime en stiek it fjûr oan en seach yn 'e lôgjende flammen. Gjin ien doarst mear hwat sizze en ek de Godsman út Juda seach swijend nei lt offer. Mar hy gyng net fuort. As woe er noch mear sizze, sa stie er dêr.

Letter op 'e dei, doe't it offer fortard wie en de preesters klear stiene om 'e hillige jiske op to skeppen, die er ûnforhoeds in stap nei foaren. En wer, yn 'e

stilte, klonken syn sombere wurden: ‘Jim leauwe net, hwat ik sein haw? Nou dan, dit sil it teken wêze, dat myn wurden neikomme sille en dat dit alter ien kear ûntwijd wurde sil: Sjoch, it alter sil tospjalte en de jiske dy't der op leit, sil derôf stoart wurde’.

Mar dit gyng to fier, tocht Jerobeam. Hwat hie dy man fan Juda mei syn alter to meitsjen? Nou soe er stjerre, dy ûnheilsprofeet. Hwat miende er wol? Hy stiek de hân út en wiisde nei de Godsman. ‘Gryp him’, rôp er tsjin syn feinten. Der wie net ien fan 'e tsjinners dy't in hân útstekke doarst. En dêrmei barde it wûnder: it alter skokte en skuorde yn twaën en de wijde jiske foel der ôf. Dus dit wie dochs in Godswurd! De Heare sels hie sprutsen!

En noch altyd stie de kening dêr en noch altyd wiisde er nei de frjemde profeet. Hwerom sei er neat? Hoe seach er sa frjemd, hoe waerd er sa deadlik bleek? Hwat skeelde der oan? En doe bigriepen se it: de earm fan 'e kening wie fortoarre en stie stiif. Hwat wie dat freeslik! Moast er nou sa it libben troch, mei sa'n stive, deade hân? Koe er nou noait it swurd wer swaeije, de kening fan Israël?

Hy stie dêr, bang en forslein en alle greatskens, alle grime wie by him weifallen. Tsjin God hie er it yn 'e kant set en nou stie er hjir, in kening mei in fortoarre hân, to pronk foar al it folk. En doe hearden se him sizzen, triljend, stammerjend: ‘O Godsman, bistilje dochs it antlit fan 'e Heare jins God, en bid foar my dat myn hân wer goed wurde mei’.

Doe heve de profeet de hannen omheech en die in koart gebed. It wiene mar inkelde wurden, mar hy hie it noch hast net iens sein, doe barde der fannijs in wûnder: de deade earm waerd wer libben en linich en soun lyk as to foaren.

Jerobeam wie tige bliid. En tankber sei er: ‘Gean mei my nei hûs, Godsman, en yt oan myn tafel en lit my jo in geskink jaen’. Miskien wie it ek net iens allinne tankberens, miskien woe de kening oan it folk sjen litte, dat er dochs gjin fijân wie fan God en dat des Heare profeet dochs noch syn gast en freon wêze woe. As dat sa wie, as er de Godsman dochs wer brûke woe ta syn eigen gloarje, dan slagge it him net.

De profeet sei earnstich: ‘Al woene jo my de heite fan jins hûs jaen, ik soe net mei jo gean, en ik soe hjir to Bethel net ite en drinke; hwant sa hat de Heare tsjin my sein: Dû silst net brea-ite noch wetterdrinke en dû silst net weromgean deselde wei lâns dystû kommen bist’. Doe kearde er him om en gyng fuort, in oare kant om as dy't er kommen wie.

Jerobeam biet op 'e tosken. Hy bigriep mar al to goed hwat de Heare bidoelde. Syn profeet mocht gjin gemienskap hawwe mei in oerhearrich kening, hy mocht to Bethel net ite noch drinke, hwant dit hiele Bethel rêstte syn flok op. Hy ging nei hûs, bitter, forgrime. It hie sa'n moai feest wurde sillen, ta eare fan him en syn nij ryk: en ynpleats draeide it út op skande en flok. Mar wylst er nei hûs gyng, op 'e keningswein, bihurde er syn hert. Hy sette dochs troch! Rehabeam soe it net winne! De timpel fan Bethel soe der dochs bliuwe en dei oan dei soene dêr de offers rikje. It oardiel fan God - dat moast dan mar komme, letter! Hy koe nou net mear werom. Hy woè ek net!

Mar al hie Jerobeam him it boadskip fan 'e Godsman út Juda net neinommen, yn 'e stêd fan Bethel hie dat moedich wurd in djippe yndruk makke. En mear noch as it oardiel dat er oansein hie en it wûnder mei it alter, hie it de feestgongers nij dien dat er net by Jerobeam ite mocht; it wie har in teken dat God syn hannen fan 'e kening

en fan de stêd ôflutsen hie. Nammersto frjemder seagen de minsken yn 'e stêd op, doe't dyselde middeis de Godsman dochs de stêd ynkaem en yn in hûs gyng to iten. Sels hie er sein, dat it net mocht en nou die er it dochs - ek de profeten namen it dus net sa krekt mei in wurd des Heare. Mar dan wie it ek net sa slim, dat de kening it gebot oertrêdde en dan koe it mei dy flok oer it alter ek noch wol ris hwat tafalle! Sa net, it bleau wol frjemd: in profeet dy't syn eigen wurd net die en hja woene wol ris witte hoe en hwat. Dyselde deis noch soene se witte, dat God machtich is en dat Er ek syn profeten straft as hja syn wurd oerhearrich binne.

Der wenne to Bethel in âld man, dy't yn syn jonge jierren in profeet west hie: letter die er der net folle mear oan en yn tiden hie er gjin Godswurd krige. Doe wie de timpel to Bethel boud en it gouden keal

‘Alter, alter, sa seit de Heare!...’

opset en doe wie er dochs wer yndachtich wurden. Hwat Jerobeam die, wie net goed en doe't de dei fan it feest kaem, bleau de âldman thús; hy woe net meidwaen oan 'e tsjinst fan it gouden byld. Mar hy hie dêrom de moed noch net om iepenlik to warskôgjen en hy liet syn beide soannen nei it feest ta gean.

Doe't dy wer thús kamen en alles fortelden hwat der bard wie, skamme de âlde profeet him suver. Dat wie noch ris in Godsman, dy't in kening de wierheit sizze doarst en dy't foar alleman wegere om mei nei syn hûs to gean. Sa'n man moast wol tige ticht by de Heare libje; hy woe wol, dat dy ris by him komme woe, hwa wit soe God dan ek wer om him tinke en him wer oannimme ta syn profeet. Mar hy soe wol noait wer to Bethel komme, dat as er him sjen woe, dan moast er him nou daliks efternei. Hy frege syn soannen, hwat wei de Godsman lâns gien wie en op syn ezel teach er dy kant op.

Hy foun him, net fier bûten de stêd, yn it skaed fan in greate beam en frege: ‘Binne jo de Godsman dy't út Juda kommen is?’

De profeet andere: ‘Ik bin it’.

‘Kom dan mei my nei hûs to brea-iten.’ De Godsman skodholle. ‘Ik mei net mei weromgean, en ik mei ek to Bethel net ite, noch drinke, hwant de Heare hat it my ynjown, dat ik net wer nei Bethel ta mei.’ It spiet de âldman dat de profeet net mei woe, mar hy liet it der net by sitte. Nou't er de reis der om makke hie en de Godsman foar him seach, nou soe er ek mei! As it net heger of leger koe, dan moast er in leagen bitinke. En tige freonlik sei er: ‘Ik bin ek in profeet en in ingel des Heare hat tsjin my sprutsen: ‘Nim him mei nei dyn hûs, dat er brea-ite en wetterdrinke mei.’

De profeet út Juda gyng daliks mei. Hie er earst mar ris better neitocht, dan soe er bigrepen hawwe dat it net wier wêze koe: De Heare sprekt himsels net tsjin. Mar hy hie honger en toarst en it like him sa moai ta, to rêsten yn in koele keamer en to praten mei dizze âldman, dy't sels ek in profeet wie en dy't fansels alles ôfwist fan dizze tsjinst to Bethel.

En sa rieden se to-gearre de forbeane stêd yn en makke de ûntrouwe Godsman des Heare wurd fan 'e moarns to skande. Hja ieten en dronken lekker en praetten hûndert út en it wie oft hwat fan 'e gloarje fan 'e Godsman ôfstriele op 'e profeet út Bethel. En doe ynienen, wylst hja by de tafel sieten, krige de âldman in Godswurd; hwat er sa graech woe en hwat er sa fûl bigeard hie, dat kaem him nou oer: noch ien kear mocht er profeet wêze en de takomst wytgje. Mar nou wie er der net bliid mei, hwant it wie in freeslik wurd dat er sizze moast en tagelyk wie it in oardiel oer syn eigen leagen. Hy seach de Godsman oan en lûd rôp er him ta: ‘Omdatstû de mûle des Heare oerhearrich west hast en hweromgien bist to iten en to drinken nei it plak, dat God dy forbean hie, dêrom sil God dy straffe en dyn deade lichem sil net komme yn dyn âffears grêf.’

De Godsman út Juda bûgde de holle. Dus hy soe fier fan hûs stjerre en gjin bigraffenis soe syn diel wurde yn syn heitestêd. Hy klage net: nou bigriep er, dat dy âldman him foarleagene hie en dat gjin ingel him to-foaren kommen wie. Hy hie it fan tinken wol ha kinnen; dat er net neitocht hie en dat er sels sa graech nei Bethel woe, dat wie syn sûnde! De Heare hie gelyk, dat er him strafte: dan koene de minsken to Bethel sjen, dat God rjochtfeardich is en de oerhearrigen straft.

Dyselde middeis noch sealen se syn ezel en ried er fuort, de stille iensume wei lâns, dy't er al earder útgien wie. Hy kaem net fier. In eintsje bûten de stêd kaem in liuw op him ta en sloech him mei ien slach fan syn machtige klau fan 'e ezel ôf. Hy

wie op slach dea. En de Heare, dy't syn sûnde sa swier straft hie, wie ek barmhertich en soarge, dat de liuw him net forskuorde.

In skoft letter rekke hiel de stêd yn opskuor. In pear mannen kamen de poarte trochdraven en diene it forhael oan elk dy't it mar hearre woe. Soks wie noch noait yn Israël bard: de Godsman út Juda lei dea oer de groun en njonken him stie de grime liuw en oan 'e oare kant de bange ezel. It lyk wie net forskuord en de liuw die de ezel neat. As dat gjin teken wie fan God, dan wisten hja it net!

De âldman kaem ek út 'e hûs wei en hearde it wûndere nijs. ‘It is in teken,’ sei er earnstich. ‘God hat jim sjen litten, dat it net tafalt mei de sûnde: Hy sparret syn profeten net, dat hoe soe er jim dan sparje as jim syn gebot net hâlde? Jim en de ke-

ning, dy't Him hûnt mei syn gouden keal en dy't jim foargiet yn it kwea!' Doe ried en wer it paed út en helle de deade Godsman op en lei him yn syn eigen grêf. Lûd song er de deadeklacht, dat elk it hearre koe: 'Och, myn broer! och, myn broer!' Sa roude er oer de deade Godsman; mar hy roude ek oer syn eigen skuld en syn leagen, dêr't er in from man mei yn 'e dea dreaun hie! Letter bistelde er syn soannen, dat hy ien kear rêste woe yn itselde grêf as de man út Juda...

Ek nei dit foarfal bikearde Jerobeam him net en hiele Israël hast die mei oan syn byldetsjinst; it waerd kening en folk ta in swiere sûnde en ta dea en ûndergong...

It oardiel oer Jerobeam

IT BARDE OP IN KEAR DAT ABIA, DE soan fan Jerobeam, siik waerd en dat gjin dokter him helpe koe; by de dei waerd er minder en elk koe sjen dat it met lang mear duorje koe. Yn dy uterste need tocht de kening wer oan dyselde God, dy't er nou sa lang al terge hie mei syn bylden en syn alter. As de Heare net fanwegen kaem en in wûnder die, dan moast syn jonge stjerre, mar hoe soe er ta dy hege God gean, nei alles dat der bard wie? Hy wist mar ien middel: Ahia, de profeet, moast him helpe, deselde dy't him destiids it keningskip biloofd hie. Mar sels Ahia soe net nei him harkje wolle, as er wist dat it om in soan fan 'e kening gyng. As er nou syn frou ris hinne stjûrde en dy forklaeide har, dat Ahia net wist hwa't it wie? De âlde profeet soe dochs fêst wol in seine sizze wolle foar in mem, dy't kaem foar in sike soan? En as er ien kear in goed wurd sein hie, dan die sa'n spreuk syn wurking wol en dan moàst God him better meitsje.

Dat sa kaem it, dat de keninginne fan Israël har as in boerefrou forklaeide en de lange reis oangyng nei Silo, it plak dêr't Ahia wenne. Tsien platte breaën naem se mei, in pear spikkelkoeken en in krûkje hunich, hwant by in profeet koe men net mei lege hannen komme. Hja hope sa, dat Ahia helpe woe! As er nou mar net fornaem, dat hja de frou fan Jerobeam wie. It kaem goed út, dat er blyn wie en dat er fan âlderdom net mear sjen koe.

Mar lang foar't de keninginne oan it hûs fan Ahia ta wie, wist de âldman al hwa't hja wie en hwat se freegje woe: de Heare hie him iepenbiere dat Jerobeams frou kaem om him to bifreegjen oer har soan. Hy hie him ek al ynjown hwat er tsjin har sizze moast en earnstich wachte er op har komst. Der hie in tiid west, lange jierren lyn, dat er Jerobeam graech lije mocht en him in flinke man foun, mar dat wie foargoed foarby. In man dy't syn wurden yn 'e wyn sloech en Gods wet net telde, dy't de hân al nei de kroan útstiek ear't it mocht en dy't it folk learde to rikjen oan gouden goaden, sa'n man dêr koe er gjin respekt foar hawwe. Noait hie er wer nei in profeet omsjoen, al de jierren net dat er kening west hie! Mar nou't prins Abia siik wie, nou't er God wer brûke moast, nou kamen se by him. De keninginne yn boerinneklean! It bigreate him om har, mar it wie Jerobeam syn eigen skuld, dat er har gjin goede tiding mei jaen koe.

En dêrmei hearde er har fuotstappen by de doar en lûd rôp er: 'Kom der mar yn, frou fan Jerobeam, hwant ik wit wol dat jo it binne en ik haw in hurd boadskip foar jo!' De keninginne waerd sa wyt as in deade. 'In hurd boadskip'. Dan soe har jonge dus

net wer better wurde! Hja hie der al bang foar west! O God, dan moasten se him misse! En yn har bange, donkere eagen blonken de triennen. En doe harke se nei de wurden fan 'e profeet en it wie oft it hert har stilstie. It wie noch folle slimmer as hja tocht hie!

‘Gean hinne, siz tsjin Jerobeam: Sa seit de Heare, de God fan Israël: Ik haw dy forhege yn it formidden fan dyn folk en dy kening makke en Ik haw it keninkryk fan Davids hûs ôfskuord om it dy to jaen, mar dû hast mear kwea dien as al dyn foargongers en hast dysels gouden goaden makke om myn grime geande to meitsjen en hast My achter dyn rêch wurpen: dêrom, sjoch Ik sil kwea bringe oer it hûs fan Jerobeam en fan Jerobeam útroegje hwat manlik is en Ik sil syn neiteam fuortfeije lyk as ôffal fuortfage wurdt oant der neat mear fan oer is. Hwa't fan Jerobeam yn 'e stêd

stjert, dy sille de hounen ite en hwa't yn it fjild stjert, sille de fûgels fan 'e himel ite. Dat is it hwat ik hjoed to sizzen haw. En hwat der dan letter noch komme sil? Ek it folk Israël sil Er slaen, lyk as it reid swypke wurdt op it wetter, en Hy sil Israël út dizze goede groun skuorre, dy't Er har âffears jown hat, en se forstruije oan 'e oare kant de Eufraet, om't hja mei har sûnden de Heare terge hawwe; en Hy sil dit folk oerjaen om 'e sûnden fan Jerobeam, dy't Israël sûndige litten hat. En jow jo nou op, gean nei jins hûs; hwannear't jins fuotten yn 'e stêd kommen binne, sil jins bern stjerre. En hiele Israël sil fan him rouwe en him bigrave, hwant hy allinne fan Jerobeam-en-dy sil yn it grêf komme, om't der oan him hwat goeds foun is foar de Heare, de God fan Israël'.

It waerd in swiere gong foar de keninginne, de lange, lange wei fan Silo nei Tirza, dêr't hja doedestiids wennen, to swier hast foar in frou dy't har man en har bern leaf hie. Miskien wie der noch noait in mem oer de wegen fan Israël gien, dy't sa'n swier leed to dragen hie. Hiel har famylje soe ûnder gean en allinne Abia soe yn in grêf komme. Abia, om hwa't hja dizze swiere reis ûndemommen hie. It wie allegearre leed en lijen dat de profeet sein hie, allegearre dea en fordjer, allinne yn dizze iene jonge hie de hege Heare hwat goeds foun. Ear't it oardiel kaem soe God him wei nimme. Hy soe stjerre, har jonge prins, om't er to goed wie foar dizze wrâld fan sûnde. Mar hwat in bittere treast wie dat, foar de mem dy't him misse moast!

Doe't hja einlings thús kaem yn 'e stêd fan Tirza en de fuotten sette op 'e drompel fan it keningshûs, stoar har soan. Hy waerd bigroeven yn 'e keningsstêd en hiele Israël roude om him, sa't Abia de profeet al sein hie.

Noch lang droech Jerobeam leed oer syn forstoarne soan en it godswurd fan de âlde Ahia binaem him de moed; yn it lêst fan syn regear rekke er yn oarloch mei de kening fan Juda en koe er it net winne. Mar hy bikearde him net dêrom en alle dagen rikken noch de alters to Bethel en Dan. Doe't er stoar, folge syn soan Nadab him op.

Sûnde en straf

DE TIID GYNG SYN GONG YN IT ryk fan Juda en yn it tsienstamme-ryk, mar de goede dagen fan David en Salomo kamen net wer. It folk bigoun al mear de wet des Heare to forjitten en it foel werom yn 'e âlde sûnden fan 'e âffears. Fan gefolgen seinge de Heare har ek net mear en liet Er har oer oan har eigen sûndige wegen.

Yn it ryk Israël hie Jerobeam syn folk dy gouden keallen jown en leard om dêr foar to offerjen, mar it like wol as wie dy sûnde fan Dan en Bethel noch net slimmernôch. Nou't hja net mear nei de timpel to Jeruzalem mochten, kamen de âlde hichten wer yn eare en rikken se de Baäls ûnder de rûzjende beammen. Dy hichten hiene noait alhiel forgetten west: Samuël offere der wol, doe't de Filistinen Silo nommen hiene en sels David hie se net opromme, hoewol't er der ek net hinne gyng to offerjen. Yn it earstoan hie ek Salomo noch wol offere op 'e hichten, mar doe't de timpel ôf wie, hie er it net mear dien. Mar yn 'e tiid fan Samuël en Salomo wiene it hichten dy't allinne oan 'e Heare wijd wiene en nimmen tocht der yn dy tiid oer om de Baäls to tsjinjen. Dat kaem nou, nou't it ryk yn twaën wie en nou't it folk de hichte to Bethel wend wie.

Doe't it ien kear oan 'e gong wie, waerd it aloan slimmer; njonken it alter foar de Baäl kaem al gau de asjera to stean, it houten byld foar de goadin Astarte. Skriklike toanielen spilen had dêr ôf yn 'e soele simmernachten, ûnder de rûzjende beammen, dingen dy't men net sizze kin, sa goddeleas en ûnhuer. Der wiene hiel hwat minsken, dy't der net oan meidwaen woene en dy't der lêst fan hiene, mar de greate kliber woe it wol oan en foaral it jongfolk liet him maklik meilokje. En de keningen, Jerobeam en dy't nei him kamen, al diene se der sels net oan mei, seinen der neat fan en straften it net...

Mar ek yn Juda, dêr't men it oars net forwachtsje soe, gyng it de forkearde kant op. Stadich-oan bigoun it folk ek dêrre de ûngoaden to tsjinjen, like slim as yn 'e oare stammen en slimmer as it yn 'e tiid fan 'e rjochters oait west hie! In pear jier

oanien hie Rehabeam, de soan fan Salomo, de wet des Heare hâlden, doe kearde er him fan 'e tsjinst fan God ôf en gyng syn eigen wegen. Net dat er sels op 'e hichten offere: hy gyng fan tiid ta tiid nei de timpel, dy't flak njonken syn paleis stie, dêr't er binnen-troch komme koe, mar hy liet it folk gewurde en kaem net foar Gods eare op.

En doe kaem de straf: in kening út Noard-Egypte, de Farao Sisak, triek tsjin Juda op en Rehabeam koe it lang net hâlde. Hy moast suver alles dat er hie oan 'e fijân útleverje; sels fan it goud en sulver fan 'e timpel moast er it measte oerjaen en de machtige gouden skylden, dy't op heechtiden de keningswacht droech, makken de reis nei it fiere Egypte. It holp net folle dat Rehabeam syn earmoed net wêze woe en to-nei de eare-wacht mei skylden fan koper útriste!

Ûnder it regear fan syn soan Abia waerd it net better. Hy wie de kening fan Juda dy't tsjin Jerobeam stried en him in mannich stêdden ûntnaem - Bethel sels wie der ek al by, al krige er dan it gouden keal net yn hannen - mar hy koe it allinne mar winne, trochdat er in forboun sleat mei in heidensk kening: Tabrimmon fan Damaskus.

Trije jier hie er noch mar kening west, doe stoar er al en syn soan Asa folge him op. It like wol dat der nou foar Juda in better tiidperk komme soe, hwant Asa wie in from man en bisocht yn it earstoan fan syn regear om yn alles to dwaen neffens Gods wil en wet. Út alle macht bigoun er syn lân to suverjen: de Baälshichten waerden sljochte, de alters fan 'e ûngoaden ûntwijd en de asjera's forbaernd, ja hy fornielde sels in tige ûnhillich byld dat syn beppe, Maächa, de widdou fan Rehabeam, makke hie. En doe't it âld minske noch net ophâlde woe mei har ûngoadetsjinst, sette er har ôf en dat sei hiel hwat, hwant de Mem fan in kening hie doedestiids gâns to sizzen.

It die bliken dat de Heare Asa seinge, hwant doe't in manmachtich leger Koesjiten de grinzen oer kaem, triek Asa har yn 'e mjitte en forsloech se; sa'n greate slach waerd dat, dat Seara, har kening, noait wer in oanfal weage hat.

Nei dy oerwinning kaem der in profeet ta de kening en biloofde him ek fierder des Heare seine, as Asa yn 'e wegen des Heare gyng en de Wet fan Mozes hâldde. Doe rôp de fromme foarst it folk des Heare op en meiïnoar fornijden se it forboun yn in plechtige gearkomst yn 'e timpel. Hja soene nou fuortoan noch trouwer de Heare tsjinje en elk dy't it weagje doarst, man of frou, en tsjinje de ûngoaden, dy soe deade wurde.

It like oft alles yn Juda to'n goeden keard wie, mar it duorre net lang, doe waerd it al wer minder. Ek Asa rekke yn 'e striid mei in kening fan Israël en ek hy sleat in forboun mei in heidensk kening. Hy woun de striid, mar krige fuort dêrnei in Godswurd, dat it net goed west hie, hwat er dien hie. Ynpleats dat er doe harke nei it wurd des Heare, mishannele er doe de profeet en sleat him op yn it tichthûs. En yn it lêst fan syn libben, doe't er it oan 'e fuotten hie, socht er gjin betterskip by de Heare lyk as syn plicht west hie, mar by allerhanne wûnderdokters en biswarders. Miskien, as er noch langer regearre hie, dat it ek mei Juda wer forkeard gien wie, mar hy stoar en syn soan Josafath, in tige from man, waerd kening yn syn plak. Hy re gearre tagelyk mei de aldergoddeleaste kening, dy't oait yn Israël it biwâld hawn hat: Achab, de soan fan Omri.

Hwant it wie al lang net mear in kening út it hûs fan Jerobeam dy't hearske oer it tsien-stammeryk. De profesije fan Ahia wie wurd foar wurd neikommen en in

opstannich offisier, Baësa hie it hiele slachte fan Jerobeam fan 'e ierde fordylge: hy hie it slimmer makke as destiids Abimélech en net allinne de mânlju en de jonges, mar ek de fammensbern en de froulju deade. Net iens sa lange jierren letter foel ek it hûs fan Baësa troch it wreekjende swurd. De moardner, Zimri, hâldde it sawn dagen út op 'e keningstroan, doe bilegere syn oanfierder, Omri, him yn it paleis. Doe't Zimri seach, dat er it net hâlde koe, stiek er it hûs boppe him yn 'e brân en kaem mei alles dat er hie yn 'e flammen om...

Nei al dy wylde toanielen fan bloed en moart, krige Israël foar it uterlike wer in tiid fan rêst en bloei, hwant Omri wie in machtich kening en regearre mei de strange hân. Op in berch yn Efraïm boude er in

sterke stêd, dy't er Samaria neamde en dat waerd nou fuortoan syn haedstêd. Mar yn it geastlike gyng it ryk hurd efterût: wylst er stêdden boude om syn ryk sterk to meitsjen nei bûten út, bifoardere er yn syn lân de Baälstsjinst en liet er Israël sûndigje, noch heite slimmer as Jerobeam dien hie. Hy joech om God noch syn gebot en doe't er de holle dellei en stoar, kaem syn soan Achab en makke it noch wer minder.

Alderearst al liet er de timpel to Dan en Bethel stean en lokke er dêr it folk hinne, mar, lyk as wie dat noch net moaijernôch, hy naem ek noch in heidenske frou, Izébel, de dochter fan Eth-Baäl, de kening fan 'e Sidoniërs. Ear't er mei har troude gyng er hinne en brocht in offer yn 'e greate Baälstimpel to Tyrus; letter, doe't de jonge prinses syn frou wie en by him yn it paleis wenne, rjochte er sels in timpel foar Baäl op yn syn haedstêd Samaria. By it alter hearde in masséba, in wijstien foar de Baäl, mar it koe ek net sûnder in asjera, in byld foar Astarte; en ek dat rjochte Achab op. En ek fierder steurde er him yn it minst net oan God en terge er de Heare mear as oait in kening fan Israël dien hie. It wie foaral syn frou Izébel dy't him oansette ta it kwea en dy't der al har sinnen op sette om fan Israël in Baäls-lân to meitsjen. Hja liet in hiele rige Baäls-preesters komme en dy forpesten it lân mei har ûnhurichheden. It koe net oars, as de grime des Heare moast lôgje tsjin sa'n folk en tsjin sok in kening en Hy moast Achab en Israël fan 'e ierde fordylgje.

It hie ek oangien, as net yn dyselde tiid in great profeet opstien wie, in man dy't út alle macht de striid tsjin 'e Baäls en foar de Heare fierde. Miskien wie it allinne om syn wurk en om syn gebet dat God syn oerhearrich folk noch in tiid lang sparre en har noch net oerjoech yn 'e hân fan har fijannen.

Bea om honger

HY WENNE OAN 'E OARE KANT de Jordaen, yn it lân fan Gilead, yn in plak dat Tisbe hiet. In profeet wie er, dizze Elia, mar der wiene yn Israël net folle minsken dy't him koene en dy't wisten fan syn fûle haet tsjin de Baäls en fan syn baernende leafde foar de Heare, de God fan Israël. Mar al praette er dan net folle, der gyng genôch yn him om en hy hie it net maklik. It wie him leed dat syn folk al mear fan de goede wei ôfdoarme en al mear de ûngoaden neiroun en hy hie alles wol jaen wollen, syn libben wol, om it oars to krijen. Mar hwat soe hy, in man út dat forgetten stedtsje, bigjinne tsjin in oerhearrich folk, tsjin in kening dy't har foar gie yn it kwea, tsjin Izébel, dy't it âlde lân fan God forpestte mei har Astarte-tsjinst? It soe net lang mear duorje, dan wie der bûten him net ien mear dy't de Heare leaude en dan soe God delkomme en in ein meitsje mei dit folk en it fordylgje fan 'e ierde.

En dochs koe er net leauwe dat it sa fier komme soe! Djip yn syn hert hope er altyd noch, dat God in wûnder dwaen soe en dat it folk ta ynkear komme soe en bikenne, dat de Heare machtich is en Baäl net. Baäl, dat wie de sinne-god, seine de minsken en de god fan 'e rein en al-oan rikken op 'e hichten de alters ta syn eare. As God de Heare nou ris fan wegen kaem en as Er nou de rein ris ynhâlde en alles forskroeide op 'e fjilden, faeks dat it forbline folk dan ynsjen soe, dat Baäl machteleas wie, net oars as in idele dream. En dei oan dei wachte er, hy wist sels net hwerom, mar der barde neat. It like wol oft de Heare net mear nei syn folk omseach, oft Er it net ienris mear straffe woe.

Doe bigoun er to bidden. Hy smeke oft God dochs genedich wêze woe en nei syn folk omsjen en oft Er komme woe mei syn strange straffen. ‘Heare’, pleite er, ‘lit dit

folk sjen dat Jo machtich binne en dat Baäl, de god fan 'e rein, minder is as neat. Byn de wolken ta, dat it net dauwet noch reint en dat de honger komt yn it lân, dat de minsken wer nei Jo sjogge en ta Jo roppe om útkomst, lyk as it barde yn âlde tiden'.

Der kaem in dei, doe wist er dat syn gebet forheard wie: de honger soe komme en de greate droechte. Hy wie tige bliid; nou wist er dat de Heare noch om syn folk tocht en it noch net forwurpen hie. En tagelyk bigreate it him om hwat der nou komme moast: krapte en bittere earmoede en de wrede honger. Hy tocht om 'e earme

minsken, dy't gjin brea mear krije koene, om 'e boeren, dy't om 'e nocht it sied yn 'e ierde struije soene, om 'e bem, dy't fan honger stjerre soene. Mar lykwols wist er, dat it goed wie, hwat er dien hie: it gyng om syn folk en om God, dy't as in heit syn bern kastije woe, net út wredens, mar om se werom to bringen op it goede paed.

Doe sloech er de mantel om en naem de reisstêf op; hy gyng nei Samaria, nei kening Achab; hja moasten goed witte hwerom't har dizze honger oerkaem en dat it in oardiel fan 'e Heare wie. It waerd in frjemde reis, dy lange mars fan Tisbe nei de haedstêd en noch noait hie in profeet yn Israël sok boadskip brocht. Honger, dat hie der west yn 'e dagen fan Abraham en fan Jakob, yn 'e tiid fan 'e rjochters en fan kening David en altyd hiene Gods fromme bern om wetter bidden, om wetter en streksum brea. Hy wie de earste, Elia fan Tisbe, dy't bidden hie om honger. O, God, tocht er, dat it sa fier komme moast! Mar it spiet him net en hy roun mei greate moedige stappen: de honger kaem, nou wie der wer hope foar it folk fan God.

Hy wie net bang, doe't er foar de kening stie. Sels al soe Achab him deadzje, dan wie it noch net slim. Hwat soe de dea fan in Godsman, sa lang't de Heare sels libbe en nei syn folk omseach? En bûtendat: gjin kening koe hwat tsjin him bigjinne as God it net woe! En earnstich, mei lûde stim, sei er: ‘Sa wier as de Heare, de God fan Israël libbet, hwaens tsjinstfeint ik bin, it sil net dauje en reine ear't ik it siz!’

Doe kearde er him om en gyng de doar út; hy wie al bûten ear't kening Achab goed wist hwat er der oan hie...

Dy Maeitiids, doe't de iere rein net foel en dy simmers, doe't it nôt op it fjild fortoarre, doe wist Achab mar al to goed, hwat dy frjemde, sombere profeet bidoeld hie. Hy hate him, dy man dy't mei syn flokspreuk de himel sletten hie, dat der gjin wetter mear foel en dat it sels nachts net dauwe. Oeral liet er om him sykje en sels nei it útlân gyngen boaden, om to freegjen oft Elia dêr faeks ek wie. Hy moast him hawwe; allinne as dy profeet deade waerd, soe dy biswarring bruisen wurde.

Mar hoe't de tsjinners fan Achab ek har bêst diene, hja founen Elia net. Dy siet al lang heech en droech oan 'e oare kant de Jordaen yn in beekdelling tusken de rotsen. Doe't it iten krap waerd en Achab en Izébel alle war diene om him to fangen, hie de Heare sels syn tsjinstfeint stjûrd nei de beek Krith, in sydrivier fan 'e Jordaen; wetter wie dêr genôch, en de raven soene him iten bringe.

It wie wol in wûndere opdracht dy't God him joech, mar Elia bitocht him net en gyng daliks op mars. As God it sei dan soe it wis goed komme: dy't de himel tichtsleat dat der gjin rein mear foel, dy koe ek de fûgels fan 'e himel gebiede om him iten to bringen.

Gâns in skoft bleau er dêr, yn dat wylde iensume lân en elke moarn as it ljocht waerd en elke joun ear't it tsjuster wie, kamen de swarte fûgels en lieten brea falle en fleis; hy hie it mar foar it opkrijen. It wie net altyd farsk en lang net altyd lekker, mar it wie iten en it smakke him goed. Wylst syn folk honger litte, hie hy altyd mar wer folop! Noch noait hie ien sa iten út Gods hân, as hy dêr by de Krith en dy sombere fûgels mei har swarte flerken, wiene him as ingelen fan God. Hwat hindere it, dat it gleon wie yn 'e delling, dat de sinne skroeide en dat er gjin oanspraek hie? Noch noait hie God sa deun by west, noch noait hie er sa moedich west. Wachtsje soe er, moannen, jierren as it wêze moast en as de need op it swierst wie en de honger net mear to dragen, dan soe er it folk oproppe en dan soene se de Baäls reagje út it lân

en dan soe er noch ien kear bidde, net om droechte, mar om rein. En dan soe de Heare him hearre en de rein soe rûzje oer it to-skroeide lân.

Elke dei skepte er wetter út de beek; it wie klear en koel, hiel oars as it lije wetter dat er thús wol dronken hie. Mar op it lêst bigoun ek de beek út to droegjen; stadich earst en doe al hurder. It wetter sakke by de dei en it soe net lang mear duorje, dan koe er gjin krûkfol mear skeppe. Hy wist net hoe't it dan moast, mar ek dat soe wol goed komme; God paste op him.

Op in dei doe't der hast gjin wetter wie, kaem it wurd des Heare jitris ta him: ‘Jow dy op, gean nei Sarfath, dat by Sidon leit, en bliuw dêr to wenjen; sjoch ik haw in widdou dêrre hjitten dy to ûnderhâlden’. Dyselde moarns noch joech er him op reis. Sarfath, tocht er, dat is it lân fan 'e Baäl en it lân fan Izébel. Ek dêr soe it iten krap

wêze en dochs soe dy frou him de kost jaen moatte! En dan in widdou! Gods wegen binne wûnderlik, mar nei dy raven wie neat mear ûnmûglik. En oer de toarre fjilden, ûnder de baernende sinne, roun er, dagen en dagen oanien. De stêdden mijde er en de greate wegen, hwant hy bigriep wol dat Achab's feinten noch om him sochten. Izébel hie it ris witte moatten, hwêr't er west hie sa lang! Mar hwêr't hja ek socht hiene, net yn it wyldlân by de Krith, dêr't gjin iten wie. Fan Gods raven koe Izébel fansels neat witte, likemin as hja witte koe fan 'e widdou to Sarfath. Wacht mar, tocht Elia, der kaem in dei, dat ek Izébel witte soe fan des Heare macht! En dan soe Er op har holle delkomme litte alle kwea en alle leed, dat hja oer Israël brocht hie.

De widdou fan Sarfath

SARFATH, DE STÊD DÊR'T ELIA hinne moast, lei oan 'e Greate Sé, earne tusken Sidon en Tyrus, mar it wie gâns lytser en stilder as dy beide machtige handelsstêdden. Dat doe't de profeet dy moarns by de poarte kaem, toarstich en wurch fan 'e lange reis, trof er gjin drokte fan keaplju en karavanen; der wie allinne mar in frou dy't prikken socht ûnder de hege beammen. Oan har klean seach er daliks, dat hja widdou wie en hy tocht: soe dit de frou wêze, dêr't ik hinne moat? Stil stie er nei har to sjen, mar doe't er gjin Godswurd krige, spriek er har oan; it soe fansels wol bliken dwaen oft hja de widdou wie, dy't God bidoeld hie.

'Och', sei er freonlik, 'helje my dochs hwat wetter, dat ik drinke mei'. Hja seach him oan en oan syn tael en klean murk se, dat er in profeet wie út it lân fan Israël. 'Ik sil it dwaen', sei se en meiïen gyng se op 'e poarte ta. Hy rôp har nei: 'Nim dan ek in stikje brea foar my mei; it is ien reis en ik haw honger biroun'.

De frou kaem op him ta en bleau foar him stean; nou seach er dat hja meager wie en forfallen en dat har eagen read wiene fan it gûlen. En earnstich sei se: 'Sa wier as de Heare, jins God libbet, ik haw gjin iten mear yn 'e hûs, oars net as in hânfol moai yn 'e krûk en in bytsje oalje yn 'e flesse. Ik hie in pear prikken socht om it to bakken en as wy dat op hawwe, myn soan en ik, dan moatte wy stjerre'.

Hja sei it rêstich, sûnder skriemen, mar ek sa sûnder hope, dat it Elia troch alles hinne gyng. Dit wie in frou dy't mei it libben ôfdien hie en gjin útwei mear seach en tagelyk wist er it: dizze frou moat my to iten jaen, al de dagen dat der gjin rein op 'e ierde wêze sil. Hja hie sels neat, mar by God is gjin ding ûnmûglik! 'Haw gjin noed', sei er, 'gean hinne en doch lyk as jo sein hawwe, mar bak earst foar my en bring it my hjirre en dêrnei kinne jo bakke foar jo en jins soan. Hwant sa seit de Heare, de God fan Israël: it moai yn 'e krûk sil net minder wurde en de oalje yn 'e flesse sil net opreitsje, oan't de dei ta, dat de Heare rein op 'e ierde jaen sil!'

Hy wachte hwat hja dwaen soe. Soe se him leauwe en it lêste iten fan har bern oan in frjemd jaen doarre? De widdou glimke. En jitris sei se: 'Ik sil it dwaen, myn hear!' Doe gyng se moedich op 'e poarte ta.

En yn it skaed fan 'e hege beammen wachte Elia. As alle minsken yn Israël in leauwe hiene as dizze heidenske frou, dan hie er net om droechte hoegd to bidden. Mar syn eigen folk roun de Baäls nei en foar Gods profeten wie der oars gjin plak as by de raven en de heidenen. O Heare, tocht er, jow dat it helpt, dizze honger dêr't ik om bidden haw!

Doe't hja weromkaem mei in breakoeke, blonken har eagen. 'It is sa't jo sein hawwe, Godsman, it moai wurdt net minder en de oalje yn 'e flesse stiet noch like

heech’. Hy sette de tosken yn it waerme brea. Noch noait hie in miel iten him better smakke as dizze platte koeke. Hy seach har oan. ‘Myn God hat sein, dat ik by jo bliuwe moat’. Hja knikte. ‘Ik haw in keammerke op it dak. Jo binne wolkom’.

To-gearre gyngen se troch de poarte, nei har gastfrij hûs.

It is net maklik in profeet des Heare to wêzen, mar it is ek net altyd maklik in profeet yn 'e hûs to hawwen. De widdou fan Sarfath moast der faek oan tinke hoe't it nou fierder komme soe. Net dat hja mear soargen hie oer it iten: dat kaem wol klear en alle dagen taestte se moedich yn 'e moalkrûk en geat se de goede oalje út it lytse fleske en hja koe ek bêst mei de frjemde

kostgonger, dy't sa goed foar har en foar de jonge wie. Mar hoe mear hja mei Elia praette en hoe mear't er har fortelde oer dy machtige, strange God, hoe mear't hja oan har eigen sûnden tinke moast. Sarfath lei yn it lân fan Baäl en oan't nou ta hie de Heare net nei har omsjoen; hja wie ommers net fan syn folk en wenne fier bûten syn peallen. Mar nou, mei dy godsman yn har hûs, wie dit in stik fan syn rjochtsgebiet, nou tocht Er fêst ek om har, nou gyngen alle dagen syn strange eagen oer alles, dat hja die. Sok in hillich man, dêr koe maklik ûnheil fan komme!

En doe op in kear - de profeet hie noch net iens lang by har west - foel de slach: har iennichst bern waerd siik en stoar. Hja briek net út yn fûle klachten en jammere net: it leed wie to swier om út to gûlen; hjir wiene gjin triennen foar. En swijend siet se yn 'e stille keamer, de deade jonge op har skurte, de earmen stiif om him hinne, de eagen strak en droech. Hja hie mar ien bigearte mear, dat hja nou ek stjerre mocht, dat dy hege God nou har ek deade. Earst har man en nou dit bern, dat har alles wie... En dit wie om har sûnden, it wie har skuld, dat har jonge dea wie...

Doe hearde se stappen; de profeet kaem de keamer yn en bleau foar har stean. Hja bûgde de holle djipper oer it deade bern. Nou soe er har it kwea forwite, nou soe er har bistraffe om al har sûnden. Hy mocht sizze hwat er woe, it rekke har dochs net mear. Har jonge... har leafste lytse soan.

Doe't Elia neat sei en dêr mar stean bleau, great en heech yn syn rûge mantel, koe se har net mear ynhâlde. En bitter sei se: ‘Ik wist, dat it komme moast. Jo hawwe myn âlde sûnden yn oantinken brocht by dy strange God en nou is de jonge dea’.

‘Jow my it bern’, sei er sunich. Hja joech it him net en sei neat. Doe naem er it har út 'e skurte en hja liet him gewurde. Hwat koe in earme frou bigjinne tsjin sok in machtich Godsman? Miskien woe er it bigrave: hy hie ek folle fan it bern hâlden. Miskien woe er hwat oars, hja wist it net; it kaem der ek neat op oan: hja hie gjin jonge mear. Hja hie neat mear: oars net as har leed en har skuld en de flok fan in machtich God.

Elia gyng de doar út mei it deade bern op 'e earmen en droech it de bûtentrep op nei it platte dak; yn syn keammerke lei er de jonge op syn eigen bêd. Sa wyt wie er, sa ynwyt en sa kâld; men koe it hast net leauwe, dat dit nou datselde bern wie dat dounse troch it hûs en mei him boarte en oangyng. En dy frou dêr ûnder yn 'e keamer, mei har great fortriet, dat wie noch minder. Hja miende, dat de Heare har gram wie en dat om har sûnden de jonge stoarn wie! Sa'n great en sterk leauwe hie se hawn, de deis, doe't hy kommen wie, en nou wie se bang fan him en bang fan syn God. Mar de Heare, de God fan Israël, wie net in God fan grime allinne: hy woe ek in heit wêze foar syn bern, in Man foar de widdou en de wezen in Heit. En dizze frou, dy't sa goed foar him west hie, dy't sterker leauwe hawn hie as de minsken yn Israël, dy hearde ek by Gods bern. Dizze earme widdou soe witte, dat de Heare barmhertich is!

Hy gyng op it bêd ta en klage: ‘Heare, myn God, hawwe Jo nou dizze widdou, dy't my opnommen hat yn har hûs, it ûnheil oandien dat har soan stoarn is?’ Doe liet er him oer it bêd hinne falle en sloech de earmen om 'e deade jonge hinne. Stiif drukte er him tsjin him oan, as woe er dat deade, kâlde lichem forwaermje. ‘Heare myn God’, bea er, ‘och, lit de siele fan dizze jonge wer yn him komme’. Hy gyng oerein en bea ynmoediger, hertstochtliker. Noch twaris bûgde er oer de deade hinne; noch twaris bea er. Doe wie it as soe syn hert stilstean bliuwe: de jonge forweegde. As

waerd er wekker út in djippe sliep, sa rekte er him en riisde oerein op it bêd en glimke him oan...

Sels droech er it bern de treppen ôf, de stille keamer yn. De mem siet noch op itselde plak, de holle foardel, de hannen yn 'e lege skurte. ‘Sjoch’, sei er, ‘jins soan libbet’. Hy seach hoe't de donkere eagen opljochten. Noch noait hie er sa bliid west yn syn libben. Hy hearde de widdou sizzen: ‘Nou wit ik, dat jo in man-fan-God binne en dat it wurd des Heare yn jins mûle wierheit is’. En noch noait hie er witten, dat de God fan Israël sa goed wie en sa barmhertich...

De kening en de Godsman

LANG WIE IT AL LYN, SÛNT ELIA, de profeet út Tisbe, de kening it oardiel oansein hie en noch altyd wie der gjin wetter fallen. Fuort it earste jier al wie de Maeitiidsrein weibleaun en letter de hjerstrein; doe wie der in jier forroun sûnder iere en lette rein en nou, it tredde jiers, wie it wer hast hjerst en noch like it net op foroaring. It wie sa slim, dat sels de dauwe, dy't oars yn 'e simmernachten foel, sa rynsk dat it hast op reinen like, nou alhiel weibleau. En al slimmer waerd de honger en al mear minsken stoaren en, lyk as altyd sokke tiden, moasten binammen de earmen it bilije.

Yn syn haedstêd Samaria, somber en forgrime, wachte kening Achab. Soe er dan noait wer komme, dy profeet út Gilead? Soe er dan noait de rein wer falle litte oer dit forskroeide lân? Sels hie er de measte hinder der net fan, hy wie kening en koe nôt en oalje komme litte út fiere lannen, mar dit folk! Wiene der dan noch net genôch minsken stoarn, noch net genôch lytse bern en memmen fan honger omkommen? Hie dy godsman dan noch syn nocht net? Sels foar syn hynders en mûlezels koe er gjin foer mear bisette; as it net foroare dan soe de greatste helt ôfmakke wurde moatte. En as dan it oare jier de Arameërs in oanfal diene... It moast noch ienkear bisocht wurde: Obadja dy't oer it paleis stie en dy't foar alles soarge, moast mei: miskien dat hja earne yn in delling of by in iensume boarne noch hwat gêrs fine koene. Faeks wie it noch better, dat hja elk in kant út gyngen, dan hiene se to-minsten twa kânsen.

Dyselde deis noch rieden se de poarte út en teagen it fjild yn, Achab de iene kant op en Obadja de oare. Sa fier't de kening sjen koe lei it lân forlitten en dea; de kimen tilden, de loft trille fan hjittens en hie de kleur fan koper. By de doarpen dêr't hja lâns rieden, baltte it fé; de boeren hongen by hûs om: der wie gjin wurk en it hie gjin sin om 'e loft to skôgjen. Hja seagen him gean, de wanhoop yn 'e eagen en hiene de moed net mear om to groetsjen. Noch noait hie er sa goed field as nou, hwat dy droechte bitsjutte foar it folk. It gyng him oan. ‘Der sil gjin dauwe noch rein op 'e ierde wêze ear't ik it siz...’ Hwerom hie er dy profeet doe fuortdaliks net deade? Hy wie to goed. Syn frou, Izébel, dy wie sa lankmoedich net! Dy doarst de profeten des Heare wol oan en hie der forskate fan deadzje litten. Sa net, tocht er bitter, dat hie ek al net folle holpen! En Baäl, dat hiet dan de reingod to wêzen...

Dyselde deis dat kening Achab it fjild út wie om gêrs to sykjen foar syn hynders, wie de profeet Elia op reis nei de haedstêd. ‘Gean hinne’, hie de Heare sein, ‘en lit dy by Achab sjen, hwant mei gauwens sil Ik rein jaen op ierde’. Hy wie fuortdaliks op mars gien. It hie goed west hjir to Sarfath en de rêst hie him goed dien, mar nou wie er bliid, dat er wer nei syn eigen lân mocht. Nou soe it wurk wer bigjinne; it wurk en de striid.

En wylst er op 'e stêd ta roun mei greate moedige stappen, liet er de eagen gean oer it toarre, brune fjild. Dit wie der dus wurden fan Gods bloeijend lân, dizze droege, keale wyldernis! God yn 'e himel wist, dat it syn skuld net wie! Hy hie bidden om droechte, mar it wie allinne om it folk wer nei God to bringen, dy't hja forlitten hiene. De skuld wie by Achab, dy't foar Astarte knibbele en by Izébel, dy't de Gods-profeten slachte. Mar it hie net forgees west, dit oardiel! Nou hie dit forbline folk dan sjoen hwat Baäl koe, de god fan 'e rein! De Heare of Baäl. Nou soe er har foar de kar sette, dy dwazen, dy't mienden dat hja Baäl en de Heare beide tsjinje koene!

Oer it fjild, yn in wolk fan moude, seach er de wein kommen; hynders en mannen en de flikker fan spearen. Kaem de kening der oan? Hy mocht komme! Nearne better as yn dizze toarre wyldernis, koe er him syn boadskip sizze!

Doe't er ticht by de wein wie, seach er in man op him ta kommen. It wie Achab net, mar syn tsjinner Obadja. Dat wie alteast in man, dy't de Heare trou bleaun wie. Obadja foel foar syn fuotten del. ‘Binne jo dat, myn hear Elia?’

‘Ik bin it! Gean hinne, en siz tsjin dyn hear dat Elia op him wachtet!’

Obadja sloech wanhopich de hannen omheech. ‘Mar hwat haw ik misdien, dat jo my sa'n boadskip opdrage? Hwant as ik by Achab kom en hy giet mei my hjirhinne, en jo binne der net mear, dan sil er my wis deadzje. Jo binne al faker weiwurden as Achab jo socht en ek dizze kear sil de

Geast des Heare jo fêst weinimme. Dat hoe kinne jo my dat opdrage? Witte jo net, dat de kening oeral om jo socht hat en syn boaden stjûrde nei elk keninkryk en nei elk folk en as hja seine: “Hy is net yn ús lân”, dan ferge er dy kening en dat folk op in swiere eed, sa forgrime is er en sa fêst hat er him foarnommen jo to deadzjen. Elken-ien dy't him birjocht bringe soe oangeande jo en it wie net wier, dy waerd daliks deade en ik, myn hear, ik freezje de Heare.

Ha se myn hear net forteld dat ik hûndert profeten forburgen haw yn in spelonk en har brea en wetter biskikt, yn 'e tiid doe't Izébel de profeten des Heare deadzje liet?’ Elia seach him oan. In helt wie er net, Obadja, mar hy wie in from man en it wie wier, dat er gâns foar de profeten dien hie. Hy soe net om him deaslein wurde, dêr koe er gerêst op wêze. ‘Sa wier as de Heare libbet, yn hwaens tsjinst ik stean, ik sil hjir net stil weigean, mar op 'e kening wachtsje’.

Doe doarst Obadja it boadskip dan oerbringe en hastich ried er skean oer it fjild nei in plak dêr't Achab lâns komme moast.

It duorre net lang doe kaem Achab der oan en meiïnoar rieden se nei Elia ta. Obadja wie net earder gerêst as doe't er Elia stean seach op itselde plak.

‘Dus’, sei Achab bitter, ‘dêr bistû dan, dû bidjêr fan Israël!’ Elia skodholle. ‘Ik haw it goede socht foar it folk, mar jo hawwe Israël bidoarn, jo en jins heite hûs, hwant jo hawwe de geboaden des Heare forlitten en binne de Baäls efterneigien. Mar lit ús net langer stride oer skuld of ûnskuld. Rop hiele Israël op ta in gearkomste op it offerplak dat op 'e Karmel is en lit alle profeten fan Baäl en Astarte komme en dan sille wy sjen hwa't God is, Baäl of de Heare.’

Achab stie net lang yn bistân. Nou't Elia der wer wie, soe 't wol gau wer reine; it soe yn elk gefal net forstannich wêze om him nou to deadzjen. En dy gearkomste op 'e Karmel koe noait kwea fan komme. Hwat koe it him skele hwa't de striid woun, de Heare of Baäl? As der mar rein kaem, dan wie it him itselde hwa't it die. ‘Ik sil se gearroppe’, sei er koart. Doe gyng er syn wegen.

Baäl of God

ELIA HIE GJIN BETTER PLAK bitinke kinnen foar de greate striid as op 'e Karmel, dêr't fan âlds in offerhichte wie en dêr't lang in alter des Heare stien hie en dêr't, ûnder oan 'e berch, in boarne wie dy't noait opdroege. Al ier, de moarns fan 'e greate dei, stie er op it offerplak en seach er it folk omheech kommen. It hert sloech him. Dat er hjir nou stean mocht en de striid opnimme tsjin Baäl en Astarte! Hoe soe it joun wêze, as alles oer wie? Soene se it dàn leauwe, dat de Heare allinne God is? Hy hope it mei hiel syn hert en as de Heare him helpe woe, dan soe it ek wis sa komme!

En dêrmei seach er de Baäls-preesters kommen, fjouwer hûndert fyftich man op it bochtsjend berchpaed. Syn eagen waerden donker fan haet. Dat wiene nou dy mannen dy't Izébel yn it lân helle hie en dy't Israël meilokken ta de tsjinst fan har ûnhuere goaden. As it him hjoed net slagge, har macht en ynfloed to brekken, dan hie syn folk gjin takomst mear, dan wie Israël forlern. Hjoed gyng it der op of der ûnder en dy't de slach forlear, bitelle mei syn libben.

Hy forbiet syn grime, doe't hja him foarbymarsjearden, de noas yn 'e wyn, as wie it in greate gunst dat hja kommen wiene. Bigriepen se nou noch net, dy greatske heidenen, dat it om har libben gyng? Mar it waerd tiid dat de kampslach bigoun. Sels kening Achab wie der al en stie to wachtsjen op hwat der barre soe.

Elia stiek de hân omheech. It waerd stil en oer al dy hûnderten klonk syn machtige stim: ‘Hoe lang, o Israël, sille jim wêze, as ien dy't oer de beide siden rint? Hoe lang noch wifkje jim tusken God en Baäl? As de Heare God is, folgje Him nei en as Baäl God is, folgje him dan!’ Der wie net ien dy't antwurd joech; it like wol, dat hja neat sizze doarsten, nou't de kening der by stie.

En jitris naem Elia it wurd. ‘Ik, de profeet des Heare bin mar allinne oerbleaun en de profeten fan Baäl binne mei syn fjouwer hûndert fyftigen. Jow ús dan twa kij, foar har ien en foar my ien, en hja sille har kou op it alter lizze en ik sil mines

ta-riede, mar wy sille gjin fjûr der by bringe. Dan sille de preesters de namme fan Baäl oanroppe en ik sil de Heare bidde; en dy God, dy't fjûr op it alter falle lit, om it offer oan to stekken, dy sil jimme God wêze.'

De Baäls-preesters seagen forheard nei Elia. Der siet dochs mear by dy rûge Gods man as dat hja op it earste gesicht tocht hiene. Fansels koene se der net foar wei, it soe krekt wêze as doarsten se de striid net oan! En hwat hindere it ek? As Baäl net antwurde, dy't de god-fan-'e-sinne is, dan soe yn elk gefal dy god fan Israël gjin fjûr út 'e himel jaen. Dat it slimste, dat har oerkomme koe, wie in partij dy't kamp wie en dan soe Izébel wol fan wegen komme. Mar hja soene har bêst dwaen.

En wylst it folk rôp: 'Dat wurd is goed, wy sille de god tsjinje, dy't sels it offer oanstekt', brochten se al twa offer-kij oan. 'Kies jimme earst', sei Elia, 'it komt jimme ta, hwant jim binne it machtichst.' Miende er dat nou echt, dy Israëlyt, of fonkele de spot yn syn swarte eagen? Hja wisten it net, mar yn elk gefal soene se de bêste kon mar nimme en by it slachtsjen de wetten en regels goed yn acht nimme. Offerjen wie krekt wurk en by it minste forsom koe de grime fan 'e goaden oplôgje. As Baäl har hjoed nou mar genegen wie! En as dy Tisbiter har mar net sa oan ien wei op 'e hannen seach! It hie sa maklik kinnen: in lyts koaltsje fjûr tusken it droege hout en Baäl hie de eare krigen...

Mar Elia koe de mannen wol en hy hie gjin each fan it alter ôf. It hout waerd to-plak lein en de stikken fan de kou kamen der boppe op en doe't alles ré wie, bigoun it greate gebet. Yn lange rigen kamen se op it alter ta en mei útset lûd rôpen se: 'O, Baäl, antwurdzje ús!' Al lûder rôpen se, al wylder, in koar fan sterke, twingende stimmen. Lang rounen se sa en doe't it net holp, bigounen se to dounsjen. As de iene groep wurch wie en net mear koe, foel in oarenien yn, mar de douns gyng troch en oanien-wei gyng it roppen omheech nei de strakke loft. It folk stie in ein fan it alter ôf en hâldde suver de siken yn. Dat wie bidden, dat dy mannen diene! As dit net holp, dan holp neat mear. Hwat moast Elia hjir foaroer sette, Elia, dy't mar allinne wie en dy't mar ien pear fuotten hie? It wie gjin partij, ien man tsjin fyftehealhûndert! Mar fansels, hy hie it him sels oandien... Al heger kleau de sinne, en al wylder dounsen se, hinkjend nou mei frjemde dronkene sprongen. En noch lûder rôpen se. 'Baäl, Baäl, harkje dochs.' Bytiden koe der ien net mear, mar hy joech it net oer en dounse troch, it brûs op 'e mûle, de eagen gril, de earmen heech. Dan sloech er tsjin 'e groun en de oaren sprongen oer him hinne, oan't in tsjinner kaem en him oan 'e kant sleepte. Mar hoe't hja ek dounsen, der wie gjin antwurd, gjin stim en gjin teken.

It wie middei; de sinne wie op it heechst en noch altyd gyng dat dwylsinnich dounsjen troch. Mar it gyng sa rêd net mear as earst en de heaze stimmen droegen sa fier net mear. Elia roun op har ta. 'Jim moatte lûder roppe', spotte er. 'Jim bidde op it lêst net ta de geast fan in beam, of fan in beek, mar jim hawwe it tsjin de heechste Baäl en hy stiet oer in wiid gebiet. Hwa wit, hat er it to drok, of sit er to mimerjen, of is er op in fiere reis. It kin ek wêze dat er sliept en dat jim him earst wekker roppe moatte!'

De forbline Baäls-preesters fielden de hún fan dy wurden net iens en op'e nij setten se út alle macht ta. It waerd in nije douns, mei spearen en bleate swurden. Wyld swaeiden se de wrede wapens en ider kear snijden se har sels, dat it bloed der nei

kaem. By it spiisoffer op it alter foegen se nou ek har eigen bloed. ‘O, Baäl, antwurdzje ús.’ Mar noch wie der gjin lûd en gjin teken.

En doe't de sinne al oer it hichtepunt hinne wie, setten se noch ienkear alles op alles. As fielden se gjin wurgens mear, sa dounsen se om it alter fan har deade god. En lûder noch as earst rôpen se, mar it wiene gjin wurden mear, allinne mar in lûd en dierlik razen, net oars as songen de duvels. De mannen fan Israël stiene der by to triljen. Dit koe sa net lang mear duorje, dit koe gjin minske en gjin god úthâlde. Nou moast it komme, it fjûr út 'e himel. Mar wer kaem der neat. Der wie oars neat as dat dwylsinnich gûlen, de stampende skonken, de swaeijende earms, de rook fan bloed en swit. Mar wie dat dan in god, dy't dôf bleau by sok bidden? It waerd tiid dat Elia fan wegen kaem. Miskien koe ien

'... dat al dit folk witte mei, dat Jo, o Heare, God binne...'

dochs mear as fjouwer hûndert fyftich.

Elia skôge de loft. It wie al lang oer de middei. De preesters fan Baäl hiene mear tiid hawn as har ta-kaem. Hy stiek de hân op en de dounsers hâldden de fuotten yn; it wylde razen stoar wei as it balten fan in bist dat slachte wurdt. ‘Kom tichter by,’ rôp er tsjin it folk. Doe boude er op it âlde plak it fornielde alter wer op en brûkte der tolve stiennen ta. Tolve - it âld en hillich tal fan Jakobs soannen en Achab de kening fan it tsien-stamme-ryk, stie der by en doarst der neat fan sizze. En noch wie it net klear: om it alter hinne dolde er in smelle greppel.

Doe wonk er in pear mannen en joech har elk in wetterkrûk. De âldsten seagen har fuortdraven, nei ûnderen ta, de kant op nei de boarne. Dat wetter, dêr soe er fansels de hannen yn waskje, ear't er se opheve nei de Heare. Mar doe't de fjouwer mânlju weromkamen, gyngen se op it alter ta. Hwat diene se nou? Oer it fleis en it hout geaten se de krûken leech. Mar hwat sin hie dat? Hy soe om fjûr bidde, Elia, en ynpleats easde er mei wetter! En jitris brochten dy fjouwer dragers in gong wetter, en noch in kear. Nou wie alles trochwiet, it offer, mar ek it hout en it stie blank yn 'e greppel. Sa woe it ommers noait baerne... En doe bigriepen se it! As de Heare nou it offer oanstiek, dan koe noait in Baäls-preester sizze dat Elia der to-mûk fjûr ûnder lein hie. Mar dan moast er wol wis wêze fan syn saek, dy Godsman, dat er dit oandoarst...

En jitris seach Elia nei de sinne. It wie de tiid dat yn 'e timpel to Jeruzalem de preesters it spiisoffer oanstieken. Dan wie it nou syn tiid ek. Hy gyng foar it alter stean en heve de hannen nei de himel. Doe bigoun er to bidden. Hy stie der rêstich, yn in great bitrouwen, as in bern, dat syn eigen heit hwat freget en wit, dat it net ôfwiisd wurde sil. ‘Heare, God fan Abraham, Izaäk en Israël, lit dochs oan dit folk sjen, dat Jo God yn Israël binne en dat ik Jins tsjinstfeint bin en dat ik al dizze dingen doch neffens jins wurd en yn jins krêft. Antwurdzje my, Heare, antwurdzje my, dat al dit folk witte mei dat Jo, o Heare, God binne en dat Jo har it herte bikeare wolle.’ It wie wol in koart gebet, mar it lêste wurd wie noch hast net út syn mûle, doe flikkere de wjerljocht út 'e himel en sloech op it offer del en sûzjend stiene fleis en hout yn in hege, ljochte lôge; mar net allinne it offer baernde, it himelfjûr friet sels it stiennen alter oan en slikke it wetter op dat yn 'e greppel stie. Doe sloegen de mannen fan Israël de hannen foar de eagen en foelen foar Elia del. ‘De Heare is God’, rôpen se, ‘De Heare is God, ús eigen eagen hawwe it sjoen.’

En foar it to-baernde alter, heech en driigjend, stie de profeet Elia. Yn syn skurve profete-mantel, op bleate fuotten en mei neat op 'e holle, like er in kening, dy't optsjocht foar syn leger út. En wylst er nei de Baäls-preesters wiisde, dy't machteleas leine to hymjen, as skiep yn 'e simmergreide, rôp er mei in machtich lûd: ‘Gryp se en bring se nei de Kison en deadzje se dêr, en pas op dat der net ien ûntkomt.’ En de mannen fan Israël, dy't de moarns de mûle net iepen dwaen doarsten, om't de kening der by stie, riisden nou oerein en foelen oer de tsjinners fan Baäl hinne. Nou soene se ôfrekkenje mei dy moaije preesters, dy't har bidragen hiene mei har ûngoaden, dy't har soannen forlaet hiene en har dochters meilokke yn 'e tsjustere bosken en dy't it lân yn it ûngelok stoart hiene. Oan har eigen skuld en ûntrou tochten se mar leaver net mear! Doe't hja nei hûs teagen, dy jouns, wiene de preesters fan Baäl dea; de liken leine yn it droege bêd fan 'e Kison en de fûle gieren sirkelen der al boppe...

Elia wie fuort nei it offer mei syn tsjinner de berch op gien. Syn hert tilde fan blidens om dizze greate oerwinning: it folk fan Israël hie de Heare wer foun en sels Achab wie net mear fijannich. Der soene goede dagen komme foar lân en folk: hjoed bigoun in nije, blide tiid. Mar hy hie noch gjin tiid om him dêr yn to jaen: earst moast de rein noch komme, dy't de Heare ta-sein hie. It wie biloofd, mar de Heare woe der om bidden wurde. Hjoed hie er Him om fjûr bidden, nou moast er smeekje om rein. En hy wist dat it komme soe, noch foar de joun. It folk hie him ta God bikeard, - noch klonk har blide jubel him yn 'e earen! - nou soe God nei syn folk omsjen! Ear't er nei boppen gyng, hie er al tsjin de kening sein: ‘Tsjoch op, yt en

drink, hwant ik hear it rûzjen al fan in stjelpige rein!'

En wylst Achab fleurich iet en dronk yn it skaed fan 'e beammen, lei Elia foaroer, de holle by de knibbels, en bea om rein. Dy middeis, doe't it folk der by wie, hie de Heare antwurde hast ear't er roppen hie, nou, yn 'e iensumheit, moast er sawn kear bidde. Elke kear as er bidden hie, stjûrde er syn feint der op út om to sjen, oft der noch gjin reinwolken opkamen boppe de sé, mar sels kear kaem er werom mei it birjocht: 'Der is noch neat'. Dan bûgde er de holle noch djipper en ynliker smeke er.

Foar de sawnde kear kaem de tsjinstfeint werom. Fan fierren rôp er de profeet al tomjitte: 'Ik haw in wolkje sjoen as in mannehân.' Elia riisde oerein. Nou wist er dat syn gebet forheard wie; de Heare hie in teken dien. Sa'n wolkje, raffelich oan 'e iene ein as wie it in hân mei fingers, bitsjutte altyd rein. 'Gean hinne', sei er, 'en siz tsjin Achab, dat er oanmeitsje moat, ear't de rein him noch ophâldt.'

Fuort letter seach er boppe de bergen de donkere ûnwaerswolken opkommen; de wyn helle oan en yn koarten tyd wie de hiele loft swart. Nou koe it noait lang mear duorje. Hy wie tige bliid en yn greate spanning seach er omheech. De earste drippen tikken op 'e moudige groun. Hy snúfde de rook op fan 'e kommende rein. Wol goed wie de Heare oer syn sûndich folk! Hy stie dêr stil, sa lang oan't de bui losbriek. Op in stuit wie er trochwiet, mar hy telde it net.

En dêrmei kaem him hwat yn it sin. Biret gaspe er de mantel op en mei greate stappen roun er nei ûnderen. Hy wachte yn 'e sûzjende rein, oan't de keningswein der oan kaem; doe sette er ta en draefde foar de stampende, snúvende hynders út, net oars as wie er in tsjinstfeint fan kening Achab. It wie oft er sizze woe: nou't de kening myn fijân net langer is, nou wol ik him hulde dwaen as myn wettige foarst. Lit Achab nou to-nei de Heare tsjinje en it goede foar Israël sykje, en hy sil gjin trouwer tsjinstfeint hawwe as my! Lang draefde er foar de kening út, sa lang oan't de wein opdraeide nei Jizreël. Mei stadige, swiere stappen socht er in hûs dêr't er de nacht oer bliuwe koe. Hy hie noch noait sa wurch west as dizze joun.

Reis nei de Godsberch

EN HIEL DY LANGE JOUN EN nacht, wylst de rein oer de toarre ierde rûze, koe Elia net sliepe: hy wie to wurch en hie tofolle meimakke. Alles dat er dy deis bilibbe hie kaem nou yn it tsjuster op him ta: de douns fan de Baäls-preesters, it fjûr dat út 'e himel foel, de hege jubel fan it folk, de earste drippen fan 'e rynske rein. Hoe soe men sliepe by sokke fisioenen?

En dochs hie er it him oars foarsteld, dizze joun nei de greate oerwinning. Hy hie fêst tocht, dat er sliepe soe en dat yn 'e dream de Heare him forskine soe; ynpleats lei er hjir yn it donker en draeide fan 'e iene side op 'e oare. En aloan wie der it machtich rûzjen fan 'e rein en de wylde douns fan syn gedachten en de twivel dy't stadich, ûntsjinkearber yn him omheech kaem.

Hie dat nou wol wier de greate omkear west, juster, en soe it folk nou to-nei de Heare tsjinje? Of leauden se it nou fierder wol, nou't de droechte oer wie en it sied mei koarten wer yn 'e groun koe? En kening Achab, hwat soe dy dwaen? Hy hie it him wol neinommen, dat teken út 'e himel, en hy wie wol tige bliid mei de rein, mar soks sei net folle by in man as Achab. Dy frege dochs mar allinne hwat goed wie

foar himsels en foar it Ryk en fierder joech er om God noch syn gebot. It wie him itselde, oft er syn offer opdroech oan it gouden keal to Bethel, oan 'e Baäl, of oan 'e Heare En Izébel soe fêst alles dwaen om him wer oer to heljen en de preesters to wreekjen. Hwat soe se forgrime west ha, doe't hja it hearde! Sels hie se dy preesters komme litten út har lân en al dy jierren hiene se fan har tafel iten. As seach er se noch by de berch opkommen, fjouwer hûndert fyftich man en elk foar oar fan 'e oerwinning wis. En nou leine se dêr bûten yn 'e nacht en 'e rein. As dit waer oanhâldde, dan waerd de Kison in wylde, brûzjende stream en soe er de liken meislepe nei de sé. Sa súvere de Heare syn erfdiel fan alles dat ûnhillich wie en bidoarn...

En sels dêroer wie er net wis mear. Hy hie gjin opdracht krigen om al dy mannen to deadzjen en soms twivele er noch, oft it wol neffens des Heare wollen west hie. Bytiden wie de Heare sa ûnbigryplik goed oer sok heiden-folk.

Mei in sucht draeide er wer op 'e oare side. Juster wie alles sa ienfâldich: it teken út 'e himel foar de bern fan God en foar syn fijannen it skerp fan it swurd. Hwerom, dizze lange, wurge nacht, wie alles sa folle slimmer? En dat de Heare him nou neat to sizzen hie! It swurd fan Izébel boppe de holle en in swijende God.

It wie al hast yn 'e moarntiid doe't er yn 'e sliep foel...

Hy waerd kjel wekker en riidse oerein op it bêd. Slaggen bounzen op 'e doar; bûten rôp in frjemde stim syn namme. Dat is om my, tocht er. De feinten fan Izébel! Heare God, haw ik dát nou fortsjinne? Hy wist sels net hoe't er nei de doar ta slagge. Der wie gjin binde soldaten mei spear en swurd, lyk as er tocht hie, allinne in ruter, heech op it hynder. Mei ien each-opslach naem er alles yn: de boade mei syn forreinde mantel, it swurd dat er yn 'e fûst hie, it skom, dat yn flokken fan 'e bek fan it hynder foel - en dêrefter it wide lân en de grize loft. En tagelyk tocht er: dit is dus it lêste dat ik op ierde sjoch.

'Elia, de godsman út Tisbe?' frege de boade.

'Dy bin ik.' Hy naem de eagen ticht. Nou soe dat swurd nei ûnderen sûzje...

'Harkje,' twong dy frjemde stim, 'ik haw in boadskip fan keningin Izébel'. Forheard seach er op. Wie er net kommen om him to deadzjen, dy soan-fan-Belial? Hy kaem noch tichter by him, de keningsboade, en seach him lyk oan, donkere, driigjende eagen yn in brune, forware kop. Elk wurd dat er sei hie in driigjende klam. 'Dus dû bist Elia? Nou dan, ik bin Izébel! Sa meije de goaden dwaen en sa dêr ta, moarnier om dizze tiid sil ik dyn siele dwaen, hwatstû har oandien hast.' En dêrmei skuorde er it hynder om en ried fuort troch de stille grize moarn, rjocht en heech yn it seal. Hy seach net om, as woe er sizze, wacht mar, ik fyn dy moarnier wol.

Hy wie al hast in gesicht fier, dy ûnheilsboade, doe stie Elia dêr noch. It hert sloech him en hy hie in swier gefoel yn syn skonken. Niist hie er de dea yn 'e eagen sjoen, mar hy libbe noch. En fuort ynienen fleach it him wer oan: moarnier kamen se wer en dan gyng it net wer sa ôf. It wie dus dochs kommen sa't er tocht hie, Izébel woe har wraek ha en Achab liet har gewurde. Tsjin Izébel koe dochs gjin-ien op, de kening net en hysels net en de Heare kaem net fanwegen...

Mar hy bleau hjir net, hy liet him net slachtsje as in offerkeal, hy gyng fuort, it lân út. Hastich gyng er yn 'e hûs en rôp syn tsjinner: 'Meitsje alles ré foar in lange reis, hwant Izébel giet ús op it libben.' Gjin ûre letter setten se ôf, it suden yn nei it lân fan Juda. Net earder as yn 'e stêd fan Hebron, by it bigjin fan 'e sûdlike steppe, gunde er himsels in koarte rêst.

It wie in goed plak, Hebron, om ta rêst to kommen en him to bisinnen op 'e fierdere reis. Hwant it wie syn doel net om him hjir nei wenjen to setten; sels yn it ryk fan Juda, dêr't in dochter fan Achab op 'e troan siet, soe er net feilich wêze foar de wraek fan Izébel. Dat hy moast noch fierder swalkje en it wie allinne mar de fraech hwat kant út en hoe fier. Hy bleau net lang yn bistân. Net fier bûten de poarten fan Hebron bigoun de greate woastine, dêr't Mozes yn âlde tiden swalke hie mei Gods oerhearrich folk. Mozes, dy hie it ek net maklik hawn, mar dochs ek wer net sa swier as hysels. Ien kear, doe't it folk dounse hie om it gouden keal, hie er syn Leviten op har los stjûrd en dy hiene har oerdwealskens dwêst yn bloed. - God wist dat hy, Elia, wol slimmer dingen meimakke hie! Né, it spiet him net, dat er dy preesters fan Baäl ta de dea wijd hie. Mozes soe it net oars dien hawwe.

En doe wist er ek hwêr't er hinne soe: hy gyng nei de Hoareb, nei de berch dêr't Mozes de Heare sjoen hie en dêr't God syn forboun mei Israël oprjochte hie. In

maklike reis soe it net wurde, mar maklik hie er it ek noait wend west. En yn elk gefal soe de reis en de stilte om him hinne him goed dwaen. En op 'e berch-fan-Mozes, dêr soe de Heare him wis forskine en mei him sprekke. Syn bislút stie fêst: Hy gyng nei de Hoareb! Syn tsjinner joech er dien; op syn reis-nei-God moast er allinnich wêze.

De oare moarns gyng er op mars, noch net iens goed ûtrêst fan syn flecht út Israël en sûnder ûnderfining fan sok reizgjen yn 'e wyldernis. Sa fier't er sjen koe, wie der gjin minske to bikennen, mar dat lette him neat; dy't op sok in reis is, hat gjin forlet fan minsken. Mar doe't er it moarnsskoft roun hie - de huzen fan Hebron wiene

al lang net mear to sjen - fielde er syn lea en nei de middeisrêst seach er der tsjin oan om fierder. Fansels sette hy troch; hy wie gjin man om it der sa gau by sitte to litten. Mar it gyng al stadiger en lang foar't dy earste dei oan 'e ein wie, fielde er, dat er net mear koe.

Mismoedich liet er him falle ûnder in toarre rotem-strûk. En bitter tocht er: It kin mei my neat wurde. Noait sil ik de berch des Heare sjen en op it plak stean dêr't Mozes mei God sprutsen hat, sa't in man praet mei syn freon. It wie nou dûdlik dat hy gjin Mozes wie! Fjirtich jier hie dy âlde Godsman hjir swalke mei in dwers en tsjinstribbich folk en him hie de woastine yn ien dei forslein! Gjin wûnder dat de Heare net mear nei him omseach; hy waerd to âld. Dy wrakseling op 'e Karmel hie syn lêste geast-krêft nommen. En út 'e groun fan syn hert bea er: ‘Ik kin net mear; lit my nou stjerre, Heare, hwant ik bin net better as myn âffears, dy't ek stoarn binne yn dizze wyldernis’.

Mar God, dy't barmhertich is en lankmoedich, forheart net elk gebet, en ynpleats dat er stoar, foel er al gau yn in djippe sliep. Al fierder sakke de sinne oan 'e westlike himel; al langer waerd de tinne skaedstreep fan 'e rotem-strûk. It wie ûren letter, doe't er wekker waerd fan in hân dy't him roerde en flak by him sei in stim: ‘Kom oerein en yt.’ Forheard seach er om him hinne! Hie it in dream west? Mar njonken him, op it hollenein, stie in krûk mei koel wetter en in platte koeke, op in gloeistien kakt. It moast in ingel west ha. Hy tocht der sa gau net iens om, dat er graech stjerre woe en biet yn it iten. It smakke him best en hy iet de koeke yn ien kear op. Doe joech er him wer del en sliepte de lange koele nacht.

De oare moarns wie der wer in ingel dy't him rôp. ‘Kom oerein, yt, hwant de reis nei Hoarib soe dy to fier wurde’. Dizze kear stie der mear iten en hy iet mei smaek. Doe't er it iten op hie, fielde er him sterker as er yn jierren west hie. Hy tocht net mear oan 'e dea: Nou wist er dat er dochs de Gods-berch sjen soe en dat de Heare him net forgetten hie. Fuort-ynienen joech er him wer op 'en paed, mar hy roun net wer to hurd en makke de dei-reizen koart. It duorre fjirtich dagen, doe wie er by de Hoareb. Om't it al let op 'e dei wie, socht er earst in ûnderkommen foar de nacht. Yn in grot, yn 'e flank fan 'e machtige berch, fornachte er. De oare moarns wie er al bitiid wekker. De lange reis wie him net swier fallen; hy fielde him soun en sterk mar de âlde moed hie er dochs noch net wer. It wie goed om hjir to wêzen op 'e hillige berch, dêr't de Heare syn forboun mei Israël oprjochte hie, mar hy koe hjir net bliuwe en yn Israël wie gjin plak mear foar him! Moast er nou fuort-oan altyd in swalker bliuwe sûnder lân en thús?

En dêrmei hearde er in stim dy't frege: ‘Hwat dochstû hjir Elia?’ De Heare! Hy waerd net kjel en oer it antwurd hoegde er him net to birieden: dat hie er allang yn it foar bitocht op dy lange reis. ‘Ik haw moedich ivere foar de Heare der Hearskaren; hwant de bern fan Israël hawwe jins forboun forsake, dat Jo mei har sletten hawwe op dizze selde berch en hja hawwe jins alters forbrutsen en al jins profeten hawwe se deade mei it swurd. Dat ik bin allinnich oerbleaun en nou wolle se ek myn siele noch weinimme.’

De Heare wist, better noch as Elia sels, dat der wierheit wie yn dy sombere wurden fan syn profeet. It wie wier, dat er moedich ivere hie foar de Heare, it wie wier dat de profeten útroege wiene, en dat Izébel him oan 'e dea ta hate, dat wie ek wier. En dochs koe de Heare net tofreden wêze mei dit antwurd.

Elia miende, dat it bûten him net gean koe en sa mei in sûndich minske net tinke. Sels al soe hy weinommen wurde, dan soe God noch wol op syn folk passe; it hie noch noait oan ien minske stien en sa wie it nou ek net. En bûtendat: Elia forgeat dat de takomst fan Gods folk net hinget oan de machtige striders allinne, net oan helten en profeten, mar ek mei oan 'e stille, fromme bern fan God.

Né, it antwurd dat Elia jown hie, koe noch wol better en de Heare soe him tiid jaen om him der jitris oer to bitinken. Miskien as er earst God sels en syn greate wurken sjoen hie, dat er dan djipper ynsjoch hie yn 'e dingen fan Gods keninkryk. ‘Kom út 'e spelonk,’ spriek de stim des Heare, ‘en gean bûten op 'e berch stean!’

Elia wie tige bliid. Nou soe it dan komme, dêr't er sa lang op wachte hie en sa lang op hope: God soe him forskine en him oplizze hwat er dwaen moast. Ien kear, op

dizze selde berch, hie de man Mozes de Heare sjoen - nou, hjoed, wie it syn dei. De lange reis nei de Hoareb hie dochs net om 'e nocht west!

Bliid gyng er stean yn 'e iepening fan 'e grot. It kaem net yn him op, dat er noch net ré wie om God to sjen; dat er it noch to folle forwachte fan macht en gewelt, fan oardiel en strange straf. Hjir stie er, Elia, de profeet út Tisbe; hy wie der klear foar: de Heare koe mar komme.

En sa mar, ûnforwachts, briek der in fûle stoarm los. De wyn gûlde om de keale rotsen; machtige klippen rekken los en rôllen nei ûnderen; sân twirre omheech en sloech del as in fine, skerpe hagel; beammen foelen. Noch noait hie er sa'n stoarm meimakke en nearne op 'e wide wrâld koe it slimmer waeije as hjir, tusken de hege bergen. Nou kaem de Heare, nou soe syn stim droane boppe alle gewelt fan wyn en waer, nou soe Er sizze hoe't er oan moast mei dat ûnhillich folk.

Like ûnforwachts as de stoarm bigoun wie, foel de stilte wer. God spriek net yn 'e stoarm! Hy moast noch langer wachtsje, noch langer tiid dwaen. Fuort dêrnei wie der in ierdskodding. Alles yn it roun kreake en beve en machtige bergen skokten hinne en wer. Mar ek yn 'e ierdskodding kaem de Heare net. It foel Elia bitter ôf. Wie it dan deselde God net mear, dy't yn Mozes' tiden delkaem op 'e rikjende, skokkende berch? Wie hy, Elia, dan safolle min der as de man Mozes doe?

En dêrmei kaem it tredde teken: it fjûr: Nou twivele er net mear: de Heare soe komme yn fjûr en tonger, it teken fan syn grime en straf. Op 'e Karmel hie er syn fjûr falle litten op it alter, teken fan syn genede en trou, dit wie it fjûr fan syn gleone grime. Hoe koe ik dochs flechtsje, tocht er, foar dy iene boade fan Izébel, as ik in God haw, dy't yn fjûr en flammen komt? Mar nou wie er net bang mear, nou soe er alles dwaen dat de Heare him oplei, hoe swier it ek wêze mocht.

Mar ek yn 'e flammen kaem de Heare net. It ûnwaer dreau oer en yn 'e iepening fan 'e grot stie Elia en wachte forgees. In great fortriet wâlle yn him op. Wie de Heare him dan sa gram, dat Er mei him boarte, en de spot mei him sloech? Sels hie er him hjirhinne roppen en hjir stie er nou en God kaem net.

En dêrmei fielde er de wyn oan syn gloeijende wangen, mar dizze kear wie it oars net as it sûzeljen fan in lichte kuolte. Hy gyng nei bûten en wuolle de donkere mantel om 'e holle en sa wachte er op 'e Heare. Mozes hie it ljocht fan des Heare antlit al net fornearne kinnen, dat hy doarst tominsten net mei it bleate each nei syn hearlikheit to sjen.

‘Hwat dochstû hjir Elia?’ Hy waerd kjel: it wie deselde fraech fan niist en hy koe mei gjin mûglikheit in oar en better antwurd bitinke. En jitris, mei deselde wurden, sei er dat er ivere foar de Heare en dat de bern fan Israël it forboun brutsen hiene, dat hja alle profeten deade hiene en nou ek syn libben nimme woene. En wer wie der yn 'e wurden fan 'e Godsman in skaed fan forwyt, as woe er sizze: Hie de Heare, de God fan Israël, nou net meitsje kinnen, dat Izébel har oanslaggen mislearren? Hie Er him net better helpe kinne, dy moarns nei it offer? Né, hy koe it net oars sizze as de earste kear; hy stie der foar hwat er sein hie!

De Heare frege net foar de tredde kear; Hy waerd net lilk en spriek syn tsjinstfeint net strang oan, mar yn syn gunst wiisde Er him de wei en hiet Er him nij wurk. ‘Dyn libben is yn gefaer, Elia? Gean dan hinne, en bliuw to'n earsten yn 'e woastine fan Damaskus, sa lang oan't it gefaer oer is en Ik dy nei Israël stjûr. En dan: dû bist in man fan stoarm en fjûr en dû tinkst dat it net goed komme kin mei dyn folk, as Ik gjin oardielen en rampen stjûr? Ek dat is wier. Nou dan, dû silst my trije mannen

biskikke dy't oer Israël komme sille as stoarm en fjûr en ûnwaer: hwant dû silst Hazaël salvje ta kening oer Aram en Jehu, de soan fan Nimsi, ta kening oer Israël en Elisa, de soan fan Safat, ta profeet yn dyn plak. En it sil barre, dat elk dy't ûntkomt fan Hazaëls swurd, dy sil falle troch it swurd fan Jehu en hwa't ûntkomt oan Jehu's wraek, him sil Elisa deadzje. Mar mien net, Elia, dat it allinne komme kin fan macht en gewelt, fan wraek en oardiel, fan stoarm en fjûr. Ik bin ek yn it sûzjen fan in lichte kuolte! Dû tinkst datstû mar allinne oerbleaun bist en dat it folk net libje kin sûnder dyn gewelt? It is sa net, Elia. Hwant der binne yn Israël noch sawn tûzen oerbleaun, stille dimmene minsken, dystû net kenst; dy hawwe de knibbel foar

Baäl net bûgd en har mûle hat syn byld net patte. En Ik sil har biwarje yn alle stoarm en oardiel dat komme sil!'

Dyselde deis gyng Elia de weromreis oan. Hy wie bliid dat de Heare nei him omsjoen hie en dat er skielk wer oan it wurk mocht; hy skamme him ek oer syn noed en soarch en noch it meast om't er sa'n bytsje forstien hie fan Gods leafde foar hwat lyts is en needrich. Hwant dyselde Heare dy't de greaten en sterken twingt ta syn wurk en tsjinst: in kening út Aram, in oerste út Achabs leger, in strang profeet, dyselde Heare tinkt ek om de sawn tûzen frommen dêr't de wrâld net fan wit.

De reis nei de Hoareb hie dochs net om 'e nocht west: hy doarst it wurk wer oan, it wurk en de swiere takomst. God soe him helpe. Hy roun mei greate, moedige stappen.

Benhadad, kening fan Aram

FUORT NEI DE GREATE DROECHTE rekke it ryk fan Israël yn oarloch mei de Arameërs: kening Benhadad triek út syn haedstêd Damaskus mei in great leger nei Samaria. Sa ûnforwacht kaem de oanfal, dat kening Achab, mei sa'n sawn tûzen man, yn syn eigen stêd bisingele waerd. Achab bigriep dat er de slach forlern hie en hy wie genegen in fikse skatting op to bringen; oan 'e oare kant wie Samaria in sterke stêd en as it wêze moast koe er it noch gâns in skoft úthâlde. Dat hy woe wol bitelje, mar der moast earst goed oer praet wurde en it moast der hwat op lykje. It duorre net lang of de boaden fan Benhabad kamen by him en seine: 'Sa sprekt Benhadad: Dyn sulver en dyn goud, dat is mines en dyn moaiste froulju en bern, se binne mines.' Achab antwurde: 'Neffens jins wurd, myn hear de kening: ik bin jowes en alles hwat ik haw.' It like in tige démoedich antwurd, mar Achab bidoelde allinne mar, dat er ré wie om skatting op to bringen, ek fan in diel fan syn froulju en bem. It wie yn it minst syn doel net om alles ôf to stean en him tocht, it lei nou op 'e wei fan Benhadad om to sizzen hoe folle 't er hawwe woe; hy koe dan faeks noch hwat ôftingje en dan soene se it by einslúten wol iens wurde.

Mar Benhadad, doe't er hearde dat Achab sa flot tasein hie, woe net fierder prate. Hy hie it woun en dy kening dêr yn Samaria hie neat mear to sizzen. Dat syn boaden kamen mei dit boadskip werom: 'Dû mienst dochs net dat ik de boade dien en sein haw: Dyn sulver en dyn goud, dyn froulju en dyn bern silstû my *jaen?* Né, mar moarnier sil ik myn feinten stjûre, dat hja dyn hûs en it hûs fan dyn feinten neisykje en alles dat har hert bigeart dêr sille se de hannen oan slaen en it *nimme*.'

Achab stie forslein doe't er alles heard hie. Mar dat wie sa gemien, dat gyng sa tsjin rjocht en reden yn, dat er der net op yngean koe. 'Ik wol bitelje,' hie er sein, en nou fordraeide dy falske Arameër syn wurden en woe er syn huzen en syn stêd plonderje. Mar dat die er noait! En doe't er de âldsten yn 'e stêd de saek foarlei, seine dy ek ienriedich: 'Jo moatte net harkje en jo meije hjir net op yngean.'

Sels joech er de boaden biskie: 'Siz tsjin myn hear de kening: Alles dat jo earst frege hawwe, sil ik bitelje, mar dit kin ik ûnmûglik dwaen.' En ek dizze kear bleau kening Benhadad it antwurd net skuldich. Syn boaden kamen net mei nije útstellen; hja seine allinne mar: 'Sa seit de kening: sà meije de goaden my dwaen en sa dêrta: 'ik sil de stêd fan Samaria fordylgje en der sil gjin pún genôch wêze foar de holle hannen fan al de soldaten dy't myn fuotstappen folgje.'

Kening Achab glimke fyntsjes. ‘Jimme hear kin it wakker moai opsizze’, spotte er, ‘mar hy hàt Samaria noch net! Wy hawwe to uzes in sprekwurd: ‘Dy't it swurd oangaspet, moat net sprekke as hie er it al wer ôflein.’ Mear sei er net, mar it koe sa ek wol ta. Benhadad wie troch alles hinne lilk, doe't er it hearde. Hy siet krekt op ien fan 'e bergen bûten de stêd mei de oare keningen to wyndrinken en dit spottend wurd fan Achab binaem him de wille suver. Mar in kening fan Aram liet him net sa mar de gek oanstekke! ‘Wy falle oan’, gebea er, ‘nou daliks; meitsje alles ré.’ It waerd in wylde stoarmoanfal en forskate fan syn soldaten foelen, mar de stêd Samaria foel net! Dy't bigjint to

fjochtsjen, moat net romje as hie er de slach al woun!

De oare moarns kaem der in profeet des Heare by Achab. Sûnt it offer op 'e Karmel hie Izébel it net mear weage om de profeten des Heare to deadzjen en forskate wiene út har hoalen en skûlplakken wei kommen. Doe't Achab de Godsman oankommen seach, waerd er suver kjel. Hwat hong him nou wer boppe de holle? Mar dizze kear hie de profeet in goed wurd foar Achab: ‘Sa seit de Heare: hastû juster dat machtige leger fan Benhadad sjoen? Sjoch, Ik jow se hjoed noch yn dyn hân, datstû witte meist dat Ik de Heare bin!’

Achab leaude it daliks. ‘Troch hwa dan?’ frege er bliid en forheard. De profeet antwurde: ‘Troch de jonges fan 'e lânfâlden.’ Achab knikte. ‘Mar moatte wy dan oanfalle?’ De profeet antwurde: ‘Ja, jo moatte bigjinne.’

It wie Achab hast to great en to wûnderlik. Hjir siet er, opsletten yn syn eigen stêd, forslein en fornedere, en dizze selde dei soe er hiel dat machtich leger forslaen. Hwat in eare soe dat wêze! ‘Dat jim witte meije dat Ik de Heare bin...,’ hie de Godsman sein. Dat lêste, dêr tocht Achab al net mear oan. De eare fan God, dat telde er net, as er de striid mar woun en de greatske fijân slaen mocht. Mar it wie noch sa fier net en út alle macht bigoun er syn mannen ré to meitsjen foar de greate slach.

Op 'e gleone middei, doe't de sinne op it heechst wie en yn it leger fan Aram gjinien oan fjochtsjen tocht, gyng de poarte fan Samaria iepen en teagen de jonges fan 'e lânfâlden (twa hûndert twa en tritich man sterk), de stêd út. In machtich leger like it net en om 'e fijân net yndachtich to meitsjen, hiene se de skerpe wapens ûnder de wide mantels. Doe't Benhadad de tynge krige, wie er sahwat dronken. Krekt as de foarige deis siet er wer oan 'e wyn en nei de mislearre oanfal fan juster, dronk er noch mear, om 'e sinnen to forsetten. ‘Dus’ sei er grimitich, ‘der komt folk út 'e stêd’. Hy sette de wynbeker del. ‘Likefolle oft hja om frede komme of om to fjochtsjen, gryp se libben en sleep se hjir foar my.’ Nou soe er dochs noch syn wraek hawwe oer dy mislearre slach. En dêrmei joech er him wer oan 'e sterke wyn.

En wilens kamen de jonge mannen fan Achab al tichter by, net oars as wiene it oerrinders, dy't genôch fan 'e oarloch hiene. Mar doe't de Arameërs op har takamen, om har nei it kamp to fieren, griepen se ûnforhoeds it swurd en houden der wyld op yn. Noch ear't de Arameërs wisten hwat se der oan hiene, wie har forhoede al útinoar slein en stoarme de fijân al op har tinten los. De offisieren diene al har bêst om de flechtsjende soldaten to kearen, mar doe kaem Achab sels mei syn sawn tûzen man by de berch del. It waerd sa'n panyk, dat kening Benhadad net ienris by syn wein komme koe en op in los hynder flechtsje moast. Alle wapenreau, alle tinten en alle hynders hast foelen de Israëliten yn hannen.

Dyselde deis noch kaem de profeet op 'e nij by Achab en sei: ‘Gean hinne, sterkje jo en wit hwat jo to dwaen stiet; hwant mei forrin fan in jier sil de kening fan Aram wer tsjin jo opkomme.’ Achab hie net oars forwachte en hiel dat jier riste er him ré ta de kommende striid.

Sadré't de winter oer wie en alle wegen droech, teach Benhadad wer it Súden yn. Dizze reis wie er der noch better op klear: de twa en tritich keningen, dy't hwat to folle om har sels en to min om har hear tocht hiene, wiene ôfset en ynpleats hie nou elke stam in lânfâd, dy't fjouwer ôfdielingen soldaten leverje moast yn tiid fan oarloch. It hie ek mis west, tocht kening Benhadad, dat hja doe in oanfal op Samaria weage hiene; it wie in sterke stêd en dy God fan Israël, dat stie bikend, wie in echte berchgod. Nou soene se yn 'e flakte slach leverje en dan wiene de goaden fan Aram wis sterker.

It slagge Benhadad net om wer in ein yn Israël op to tsjen; net iens sa fier fan 'e grins, by it stedtsje Afek, wachte Achab him op, fansels wer yn in sterke berchstelling. Sels dagen leine de beide legers foar inoar oer: Benhadad woe allinne yn 'e flakte fjochtsje en Achab woe mar net fan 'e berch ôfkomme.

De sawnde deis kaem de profeet wer by Achab en spriek: ‘Omdat dy Arameërs sein hawwe dat Ik in god fan 'e bergen bin en net in god fan 'e flakte, dêrom sil Ik hiel dy mannichte yn dyn hân jaen, dat jim witte meije dat Ik de Heare bin.’ Achab wie tige bliid. Dat dy heidenen de namme des Heare húnd hiene, dat koe him it measte net skele; hy foun it al lang moai dat er it winne soe.

Hwant Achab fielde him net in kening lyk as David eartiids, dy't de oarloggen des Heare fierde; hy seach ek dizze slach wer as syn oarloch, as syn oerwinning, as syn eare. Hy woe wol graech de oerwinning út des Heare hân oannimme, mar hwat der dan letter barre moast, dat soe er sels witte! Yn in wylde stoarm-rin gyngen syn soldaten by de berch del en op 'e fijân los. Gjin ien wie der dy't efterbleau en elk stie syn man. De iene ôfdieling fan 'e Arameërs nei de oare waerd útinoar slein en doe't der hûndert yn it fjûr west hiene en it net hâlde koene, doe leauden de oaren it wol: hja kearden har om en flechten nei Afek. Dêr, achter de muorren, dêr soene se feilich wêze foar it leger fan dy freeslike God, dy't har sels yn 'e flakte oermânsk wie.

It waerd in wylde panyk by de smelle poartegong fan Afek. By hûnderten tagelyk hysten de soldaten, dy't net troch de forstoppe gong koene, har by de muorren op. In great tal stie al boppe en holpen har kammeraten, doe't sa mar yn-ienen de wrakke muorre omfoel, boppe op 'e Arameërs. Der rekken sa folle by dea, dat ek dizze lêste ôfdielingen, dy't net yn it fjûr west hiene, noch swiere forliezen litten. Yn 'e huzen en yn 'e smelle stegen fan it stedtsje, dat nou foar elk iepen lei, houden de Israëliten al mear fijannen del.

Ek Benhadad, de kening fan Aram, wie yn Afek en flechte mei syn tsjinners fan keamer ta keamer. Hy tocht net oars as syn lêste ûre hie slein; al tichter by kamen Achab syn grime striders, al lûder klonk har kriichsgeskreau. Mar yn dy úterste need kamen in pear fan syn tsjinners by him en seine: ‘O kening, der is noch in lêste kâns. De keningen út it hûs fan Omri binne net wreed, mar tige genedich; yn 'e slach binne se mei foaroan en stean se har man, mar nei de oerwinning binne se wûnderlik royael. Dat lit ús nei Achab ta gean en út jins namme it libben freegje.’ It like Benhadad goed ta, ek al leaude er net dat it hwat jaen soe. Der wie yn elk gefal neat by to forliezen...

Dy tsjinners gyngen fuortdaliks de strjitte op, oer de fallen muorren hinne en op it fjild, net fier fan de stêd troffen se Achab. Hja hiene swarte roudoeken om 'e mul en touwen om 'e holle en njonken de keningswein foelen se yn it stof. Doe stieken se démoedich de earmen omheech en seine: ‘Jins slaef Benhadad freget: wol dochs genedich wêze en myn libben spar je!’

‘Benhadad?’ sei Achab. ‘Libbet er dan noch? Hy is myn broer.’ En hastich, as hiene se har mei dat wurd ‘slaef’ niist krektsa forsind, seine de Arameërs: ‘Wis, lyk as wy seine: jins *broer* Benhadad freget om syn libben’. Achab antwurde: ‘Gean hinne en helje him op!’ De feinten fan Benhadad lieten der gjin gêrs oer groeije: dit wie mear as hja hope hiene! En heech op 'e keningswein stie Achab, yn alle gloarje fan dizze greate oerwinning. It wie noch gjin jier lyn, doe hie Benhadad him yn 'e macht hawn yn syn eigen haedstêd en nou moast de greatske Arameër om syn libben smeekje. Fortsjinne hie er it net, mar hy soe it lykwols ha; it libben en mear as it libben allinne: de frijdom. Hjoed soe er gewaer wurde dat in kening yn Israël greatmoedich wêze koe, ek tsjin in forsleine fijân, better as de foarst fan it greate Aram! Hy glimke, wylst er der oan tocht. Hwat in eare wie dat: in kening dy't om syn libben freget en dy't men jins gunsten tasmyt. Dat de Heare him dizze greate oerwinning biskikt hie en dat er de Heare freegje moast, hoe't er mei dizze bittere fijân oan moast, dat kaem net ienris yn him op. Hjoed wie it *syn* dei, de dei fan Achab, de soan fan Omri...

Doe't Benhadad njonken syn wein stie, de roudoek om en de eagen dimmen nei de groun, stiek er de hân út. ‘Kom by my’, sei er freonlik. Sa sieten se njonken elkoar

op 'e wein en rieden stadich fierder, op Afek oan. De snoade Arameër bigriep wol, dat er nou sels bitelje moast en hastich, ear't Achab hwat freegje koe, bea er him in rige stêdden oan, dy't syn heit destiids fan Omri nommen hie. En tsjinners fan Achab krigen it rjocht om yn 'e stêd Damaskus winkel-strjitten oan to lizzen. Doe't hja it iens wiene, namen se yn frede ôfskie en gyngen har wegen...

It wie in greate dei yn it libben fan kening Achab, doe't er oan it haed fan syn leger nei Samaria ried en it folk him hulde die yn stêdden en doarpen. Yn lang hie er sa bliid net west as op dizze tocht nei syn haedstêd. De fijân wie forslein, in rige stêdden kaem nei jierren wer by it Ryk en de profeten des Heare wiene him genegen

en holpen him yn 'e striid. As dit sa bleau, dan wie der in gouden tiid foar Israël oanbrutsen. Hy wist net, de blide kening, dat de Heare forgime wie oer syn greatskens en dat der oan 'e kant fan 'e wei al in profeet op him stie to wachtsjen om him it oardiel oan to sizzen...

Dy moarns hie de Godsman tsjin ien fan syn maten sein: ‘Slaen my dochs,’ mar hoewol't it dúdlik to sjen wie, dat de Heare sels him dat wurd yn 'e mûle joech, woe syn freon it net dwaen. It is ek net maklik in man to slaen, dy't jin neat dien hat en dêr't men al den dei mei op en út giet, mar as God it gebiedt, dan moat in profeet it dwaen. Strang hie de earste Godsman him taroppen: ‘Dêrom datstû net harke hast nei de stim des Heare, dêrom sil in liuw dy aenstouns forsline’. Gjin ûre letter, op in stille wei, kaem der werklik in liuw op him ta en deade him.

En tsjin in twadden-ien hie de profeet itselde sein: ‘Slaen my dochs!’ Dy hie better bigrepen dat Godsels it him oplei en joech him in hou, dat it bloed der nei kaem. De Godsman sloech daliks in doek om 'e holle en gyng op wei nei in plak dêr't de kening lâns komme soe. Dêr wachte er en elk dy't him seach, tocht dat er yn 'e slach west hie en dat er nou de kening hwat freegje woe; gjin ien koe sjen, dat it in profeet wie dy't dêr stie; de profetemantel hie er net om en it teken op syn holle siet ûnder de bluodrige doek.

Doe't er op 'e wein fan de kening takaem, tocht ek Achab net oars as dat er soldaet yn syn leger wie en nou in gunst freegje woe. As it heal koe, dan soe er dy man towille wêze: hy hie op it lêst foar him syn libben weage. ‘Sprek,’ sei er freonlik, ‘en freegje hwatst' op it hert hast’. De jongeman die in stap nei foaren en sei: ‘Och, myn hear de kening, ik wie mei úttein yn 'e striid en sjoch, ien fan ús offisieren kaem op my ta en brocht my in Arameër dy't er finzen nommen hie en sei tsjin my: “Pas op dizze man. As er dy ûntkomt, ik kin neat skele hoe, dan lit ik dy yn syn plak deadzje, of dû moast in talint sulver bitelje, hwant it is in hegen-ien”. Mar it barde, doe't ik him in skoftsje allinne liet en hjir en dêr dwaende wie, dat de man my ûntkaem. In talint sulver kin ik noait opbringe, dat nou wolle se my deadzje. Ik smeekje jo, o kening, doch nou in goed wurd foar my en rêd my it libben.’

Achab tocht djip nei. It bigreate him al om dy man, dy't faeks moedich fochten hie en dy't nou om ien lyts forgryp sok in wrede dea stjerre moast. It hoegde him mar in wurd to kostjen en de man wie rêdden. It lei him op 'e lippen om to sizzen: It is goed, lit dy offisier by my komme; doe bitocht er him. Hwat die dy fint ek fan syn post to rinnen? Dat wit dochs elk soldaet, dat dêr de dea-straf op stiet yn tiid fan oarloch? It wie hurd, mar tucht moast der wêze yn in leger. ‘It muoit my,’ sei er, ‘mar ik kin dy net helpe, dû hast sels it fonnis strutsen: bitelje of stjerre.’

Doe yn-ienen skuorde de man de doek fan 'e holle en Achab seach dat it in profeet wie. Hy bigriep it ynienen: dy profeet hie boadskip oan him en dat forhael fan niistkrektsa wie oars neat as in gelikenis. En dêrmei hearde er de Godsman sizzen: ‘Sa seit de Heare: Dû hast dyn eigen fonnis strutsen! Hwant Ik haw Benhadad yn dyn hannen jown en alhoewol't er Myn namme hune hat en Ik him band hie, hastû him frij gean litten. Dêrom silstû stjerre ynpleats fan hy en sil dyn folk fornedere wurde ynpleats fan sines’. En sûnder in wurd mear to sizzen gyng de profeet fuort. Kening Achab ried fierder, de kant op nei Samaria, wreevlich en lilk. Hy seach noch net yn dat er forkeard dien hie, dat er in kâns forsomme hie, sa't der net wer ien komme soe yn syn libben. As er minder om him sels tocht hie en om syn eigen gloarje en hwat mear om it heil fan syn folk en de eare fan God, dan hie alles hiel oars roun.

Dan soe de Heare him ek fierder holpen ha yn 'e striid tsjin Aram en dan hiene tonei de profeten syn helpers west. En it hie nòch sa wurden, as er syn kwea biliden hie en syn libben bettere. Mar hy woe him net foroarje en ynpleats joech er dy Godsman de skuld. Sa wiene dy mannen fan God, tocht er bitter: alle blidens om dizze greate oerwinning bidoaren se mei har ûnheilsspreuken. Somber, mei in gesicht as in ûnwaerswolk, ried er de poarte fan Samaria troch.

Naboth, boer to Jizreël

NET LANG NEI DY HISTOARJE mei Benhadad, de kening fan Aram, barde der hwat, dat Gods grime geande makke oer Achab en hiel syn hûs. Om't syn famylje fan âlds út Jizreël kaem, hie Achab yn dy stêd noch in perseel groun, dat fan âlde tiden ôf fan heit op soan oergien wie. Hy hie der yn it earst fan syn regear in simmer-paleis op sette litten, mar nou wie der ek net mear in stikje groun oer foar in tún of sokssahwat. En hwat is nou in simmerhûs sûnder in fikse siertún? Dat hy hie der al lang oer tocht om der in stik groun by to keapjen, mar de romte wie krap tusken de muorren fan 'e stêd en der wie noait hwat to krijen: in Israëlyt forkocht in erfbisit allinne yn 'e úterste need en dan mocht it noch net iens foar altyd. Yn Samaria, de stêd, dy't syn heit boud hie, koe er biskikke oer groun en huzen, mar to Jizreël hie er sokke rjochten net en koe er nimmen twinge.

En it slimste wie faeks noch, dat der in stik groun deun by syn hûs lei, dat krekt geskikt wie ta syn doel: de wyngert fan syn buorman Naboth. Mar as der ien yn Israël wie, dy't der net oer tocht om syn âffears erf to forkeapjen, dan wie it Naboth wol: de hiele stêd wist, dat er de Heare tsjinne en dat er yn alles de wet en de seden yn acht naem. Mar al woe er dan net forkeapje, dan wie der dochs noch wol hwat op to finen; hy koe him ommers dy wyngert wol presint dwaen - dat wie nearne yn 'e wet forbean - en dan soe hy, Achab, wol soargje, dat er der gjin skea fan krige. Hy koe him bûten de stêd wol in better wyngert jaen en sels as er gjin oare wyngert brek wie, mar leaver jild hie, wie der noch wol in mouwe oan to passen: hy koe him dy twadde wyngert daliks wol wer ôfkeapje foar in fikse priis! Dat mocht yn elk gefal wol, hwant dat wie dan gjin erfbisit. Dat as Naboth hwat skiklik wie en der op yngyng, dan wiene se alle beide holpen en de wet wie net brutsen. Yn elk gefal woe er it him ris freegje; it lei him fêst by dat it wol klear komme soe.

Op in kear doe't Achab to Jizreël wêze moast, en wer nei hûs ta soe, gyng er earst noch by Naboth oan. Hy die al syn bêst om it sa moai mûglik foar to stellen. Kom, der wiene biswieren, dat fielde er sels ek wol, mar as Naboth der nou ris oer hinne stappe koe? Hja wiene op it lêst ek buorlju nou?

Forheard seach Naboth de kening oan. Dat koe Achab dochs net miene, dat hy, Naboth, him sa gau fan it stik prate liet? Hoe moai it ek bipraet waerd en hoe handich it tagean soe mei dy twadde wyngert, hy soe syn erfbisit kwytreitsje en hy krige hwat sulverstikken op 'e hân: as dat gjin keapjen wie, dan wist hy it net mear. Né, dit rêdde Achab hjoed net, al wie er hûndert kear de kening. Dizze wyngert dêr hiene syn âffears al yn arbeide, dit wie fan heit op soan oergien, dizze groun wie wijd fan it swit fan in hiele staech wynboeren; dit wie hillige groun. As in kening yn Israël dat net mear bigripe koe, dan hâldde alles op! En lûd, hast hwat forheftich sei er: ‘Dêr mei de Heare my foar biwarje, dat ik jo myn âffears erf jaen soe.’

It wie Achab oft er in klap yn it gesicht krige hie. It bloed fleach him nei de wangen. Nou hie er sa skiklik west, hy hie net twongen, net drigeminte, hy wie allinne mar yn goedens mei dit plan kommen en dan waerd men sa bihannele! En dan de menear dêr't er it op sein hie. ‘Dêr mei de Heare my foar biwarje...’ It wie suver as hie er him wit-hwat kwea ôffergel Dit wie dus dy fromme Naboth, dy't de Heare sa trou tsjinne. Sok folk joech sa't it like ek al neat mear om 'e kening.

Hiel dy lange reis fan Jizreël nei Samaria, op' e skokkende wein, wie it him net út 'e gedachten. Hy tocht him hoe langer hoe lilker en doe't er thús kaem gyng er op 'e divan lizzen, it gesicht nei de muorre. Syn tsjinners mijden him; hy hie wol mear sokke frjemde oanslaggen, it soe fansels wol oerbetterje. Mar doe't hja it iten opdroegen hiene en him oan tafel noegen, woe er net; hja mochten him neat bringe, gjin stikje brea. En dat nei sa'n lange reis! It wie slimmer as hja tocht hiene en hja fortelden it Izébel.

De keninginne kaem daliks. ‘Hwat skeelt der oan’, frege se, ‘dat it sin dy sa forkeard stiet en datstû net ite wolst?’ Achab draeide him om. ‘Dy Naboth’, sei er grimitich, ‘dy Jizreëlyt! Dêr stean ik by him to praten en ik siz tsjin him: Jow my dy wyngert, dy't deun by myn hûs is, dat ik

der in siertún fan meitsje lit; dû kinst der jild foar krije, of as dat better is, in wyngert dy't greater en better is, mar hy wol it net dwaen! As in houn snaut er jin ôf: ‘Dêr mei de Heare my foar biwarje, dat ik jo myn wyngert jaen sil.’

Izébel krige in kleur fan lilkens. ‘Hwat hastû him dien?’ Achab seach har forheard oan. ‘Dien? Neat fansels; Jizreël is Samaria net.’ Izébel lake lûd en spotsk. ‘Dû bist my de kening wol! De earste de bêste boer húnt dy en dû dochst neat werom! Is dat in kening, dy't him misledigje lit fan in boer en as in bern op bêd leit to grinen om't er syn sin net krije kin? Kom der ôf en yt en wês wol to moede: ik, Izébel, sil dy dy wyngert biskikke.’

Achab seach har nei, sa't hja de keamer útroun, heech en steatlik: in keninginne en ien dy't wist hwat se woe. Sa hie se altyd west, sa wis, sa biret, al sûnt de tiid dat er har út Sidon helle, in greatske, jonge breid. Fan datoangeande wie se oars as hy: in frou dy't rjocht op it doel oangie en dy't neat en nimmen ûntseach. En dêrmei tocht er: hwat wol se nou? Hoe kin se my dy wyngert taskikke, as Naboth perfoast net wol? Soe se... By tiden koe se wreed wêze... Hy hie har weromroppe moatten, hy hie freegje moatten hwat se mei Naboth foar hie. Yn har eigen lân mocht de kening alles, mar sa lei it lân yn Israël net. Dat hie er har al faker sein, mar dat woe se nou krekt net leauwe. ‘Dû bist in moaije kening!’ Hy hearde it har noch sizzen! En de spot yn har donkere eagen! Miskien hie er har forbiede moatten, mar it wie nou to let. Hja wie op it lêst de keninginne. En niist hie er al sa'n raer figuer slein. Hja moast har gong mar gean. It wie Naboth syn eigen skuld. En yn elk gefal krige er nou dy wyngert, dêr't er al sa lang syn sinnen op set hie.

Hy gyng oerein en wosk him en skikte by de tafel. Nei de lange reis smakke it iten him skoan. Oan Naboth tocht er al net iens mear.

En wilens siet de keninginne fan Israël yn har keamer en skreau in brief nei de âldsten en de notabelen fan Jizreël. Ut namme fan Achab droech hja de mannen op om in fêsten út to roppen, in soarte fan folksgearkomste, en om Naboth foaroan, op it eare-plak to setten; dan moasten hja twa mânlju hiere, minsken dy't nearne net om joegen en foar jild to keap wiene, en dy moasten tsjin Naboth tsjûgje, dat er tsjin God en de kening flokt hie. Yn elk gefal moasten se der foar soargje dat Naboth, en syn soannen, foroardiele en deade waerden. Onder de brieven sette se it keninklik segel.

It sprekt fansels dat de âldsten fan Jizreël tige kjel waerden, doe't in boade dy brieven brocht. It is altyd al in hiel ding, in man to stiennigjen dy't men al lang kend hat en dy't altyd by jin wenne hat, mar it is heite slimmer, as dy man dan ek noch ûnskuldich is en neat dien hat. Yn alle haest en yn it djipste geheim kamen se gear om der oer to praten. Fan al dy froede, forname mannen wie der net ien, dy't sei: ‘Smyt dy brieven yn it fjûr!’ Net ien dy't sizze doarst: ‘Ik doch net mei, hwat der ek fan komt.’ De keninginne hie it har oplein út namme fan Achab en dy't net die hwat Izébel sei, dy wie syn libben net wis mear. By einslúten wie it har skuld ek net: Izébel gebea it en dy hie it to sizzen. Hwat de Heare der fan sizze soe, dêr tochten se mar leaver net om! De Heare - dy wie fier ôf en nimmen koe him sjen, mar it swurd fan Izébel, dat wie tichteby. Doe't hja alles goed bipraet hiene, gyngen se har wegen en makken alles ré ta de wrede moart.

In dei-mannich letter wiene de frije mannen fan Jizreël byinoar op it poarte-plein. Earnstich stiene se om 'e tafel dêr't de âldsten en de notabelen al sieten en Naboth, de boer, op it eare-plak. Gjin-ien wist noch krekt hwat der foarfallen wie, of hwat it doel wie fan dizze gearsit. Guon tochten it soe wol wêze om't it al let yn 'e hjerst wie en der noch noait rein fallen wie; oaren hâldden it der foar dat der in ban yn 'e stêd wie, dy't útsuvere wurde moast. Mar elk bigriep wol dat it in earnstige saek wie en dat der moai wis bloed floeije soe en alle gesichten stiene strak en earnstich.

Naboth riisde oerein en spriek it folk ta. Hy wist sels ek net hwat der bard wie, mar de âldsten hiene in fêsten útroppen, omdat ien to Jizreël in great kwea dien hie, dêr't licht rampen út fuort komme koene foar stêd en lân. Hja hiene him de lieding opdroegen en fansels hie er net wegere: as it

giet om it heil fan stêd en folk, dan mei gjin boarger him foar syn plicht wei-wine. Dat nou rôp er alleman op, dy't fan dizze swiere sûnde wist, om nei foaren to kommen en to tsjûgjen.

It wie dea-stil op it plein. Elk wachte oan't in namme neamd waerd en elk hope mar, dat it net ien út syn sibbe of kunde wie. It bleau lang stil en de spanning waerd hast ûndraechlik. Doe kamen twa mannen nei foaren en gyngen njonken Naboth stean. Hy koe har wol; it wiene net fan de bêsten, mar as boargers fan de stêd hiene se rjocht fan praten. ‘Witte jimme der fan?’ frege er, ‘En hawwe jim biwiis?’ De beide mannen bûgden. ‘Sa is it’, seine se earnstich. Gjin ien koe it har oansjen dat it allegearre forrie wie en dat hja it jild foar har leagens al bard hiene. Sa't hja dêr stiene, rjocht en strang, liken it twa fromme mannen dy't in ôfgriis hiene fan it kwea en dy't it allinne to rêdden wie om it heil fan 'e stêd en om 'e eare fan God.

Ien fan de beide forrieders naem it wurd. Lûd en strang klonk syn stim oer it stille plein: ‘Ik biskuldigje Naboth, de man dy't hjir foar jim stiet, dat er in swiere sûnde dien hat. Hwant hy giet foar in from man en in rêstich boarger, mar in pear dagen lyn hat bliken dien hwat er yn wierheit is: in dogeneat en in rebel. It muoit my, dat ik it sizze moat, mar Naboth hat God en de kening flokt en myn maet en ik binne ré om it mei in eed to bifêstigjen.’

Naboth waerd sa wyt as in deade, doe't er dy wurden hearde. Hy wist dat er ûnskuldich wie, hy bigriep dat it oars net wie as komplot om him to deadzjen en dat dizze beide skurken in falske eed dien hiene, mar hy bigriep ek dat neat him mear rêdde koe. Hjir sieten oaren achter, minsken mei jild en macht; miskien wie dit de wraek fan Achab. Sa moast it wêze: hy waerd formoarde om't er doe syn wyngert net misse woe! Sa fier wie it dus kommen yn Israël dat hy stjerre moast, om't er Gods wet net brekke woe. En it wie in kening, dy't sokke dingen die. Mar as er dan dochs it libben net rêdde koe, dan soe er to-minsten stjerre as in earlik man: hy soe se de wierheit sizze, dy twa falske tsjûgen en dy leffe âldsten, dêr om'e eare-tafel.

Hy spriek, sa't er noch noait dien hie, rjuchtút en skerp, mar it joech him neat. De âldsten en de notabelen stokelen it folk op en hja harken hast net iens nei him. Dit wie de dei fan syn fijannen en de oaren doarsten neat to sizzen. De ein wie, dat Naboth, as oproerling, ta de dea foroardiele waerd en dat ek syn soannen mei him stjerre moasten. Bûten de stêd waerden se stiennige.

Dyselde oerdeis noch ried in ruter de poarte fan Jizreël út: hy brocht oan Izébel birjocht dat Naboth net mear libbe en dat ek syn soannen stoarn wiene. Hja gyng sels nei Achab ta om it him to fortellen. Har eagen blonken. ‘Goed birjocht!’ sei se bliid. ‘Gean hinne en nim de wyngert fan Naboth ta in erflike bisitting, hwant Naboth libbet net mear, mar hy is dea!’

De âldsten en notabelen fan Jizreël hiene har wurk goed dien. Kening Achab koe de sier-tún oanlizze, dy't er al sa lang bigeard hie. Izébel hie har wraek hawn oer in tsjinner des Heare, de beide falske tsjûgen hiene har bloedjild bard. It wie gjin lytse som, mar de keninklike skatkist wie der goed foar. Der soe noch dagen-lang oer nei-praet wurde to Jizreël en dan soene de minsken it wer forjitte en alles soe gewoan syn gong gean.

Mar de jouns fan dy freeslike dei, doe't de Heare syn eagen gean liet oer de doarpen en stêdden fan Israël, doe seach er ek it bloed fan Naboth en syn soannen op it fjild by Jizreël en syn grime baernde tsjin Izébel en tsjin Achab as in fortarrend fjûr...

It wie de dei nei de moart op Naboth en Achab hie de reis al makke út Samaria wei nei Jizreël. Hy wie kommen om syn nijste oanwinst, de stellen wyngert, to bis jen. Mei syn offisieren, Jehu en Bidkar, ried er de paden lâns. Oan Naboth en syn wrede dea tocht er net mear. In boer, dy't him misledige hie, wie stiennige; in kening kin nou ienris net ynsitte oer elken-ien dy't deade wurd yn syn ryk. Fleurich en wol-to-moede ried er troch de wyngert.

En doe ynienen waerd er bleek fan skrik: foar syn wein op it paed stie de profeet Elia. Hy socht om wurden, mar ear't er noch hwat sizze koe, sei Elia: ‘Dus, dû hast deaslach dien en ek de wyngert al yn bisit nommen? Sa seit de Heare: ‘Ik haw justerjoun it bloed fan Naboth sjoen en it bloed fan syn soannen en Ik sil it dy for-

jilde op ditselde stik lân. Op it plak dêr't de hounen it bloed fan Naboth slikke hawwe, dêr sille de hounen dyn bloed slikje.' Achab huvere. 'Dus, dû hast my foun, o myn fijân?' Mar Elia hie noch mear to sizzen. 'Sjoch, Ik sil kwea oer dy bringe en dy fuortreagje en Ik sil fan Achab útroegje, al hwat manlik is, om dyn tergjen en tarten en omdatstû Israël sûndigje litten hast. Dy't fan Achab yn 'e stêd stjert, dy sille de hounen ite en dy't op it fjild stjert, dy sille de fûgels fan 'e himel ite. En ek Izébel sil Ik fine om hwat hja tsjin My dien hat: de hounen sille Izébel ite by it bolwurk fan Jizreël.'

Elia wie al wer fuortgien, doe stie Achab noch altyd op itselde plak. De wurden fan 'e Godsman hiene him djip yn it herte taest. It wie oft er nou earst goed bigrepen hie hwat er dien hie; it wie oft er alles foar him seach: Naboth, in ûnskuldich man, dy't fuortsleept waerd bûten de stêd; de falske tsjûgen, dy't him fan de hichte smieten, de swiere stien, dy't se delbounzje lieten op syn hert. Hy seach se dêr lizzen op it iepen fjild, in deade heit tusken syn deade soannen en in stim yn him sei: dû bist de skuldige! Izébel, mar hja hat it dien yn dyn namme, ûnder dyn segel en dû hast it net forbean. Hwerom hie er it dien? Hwerom? In frij man hie er formoarde en syn namme útdylge fan 'e ierde en dat om in stik lân!

Hy liet de wein swaeije en gyng nei syn hûs. Hy koe dy wyngert net mear sjen. En foar it each fan syn tsjinners skuorde er syn mantel en teach er in rou-kleed oan. It koe him neat skele hwat oaren der fan seine, Izébel mocht him útlaitsje, mar hy roude om Naboth en syn soannen en om it kwea dat ienris komme soe oer syn eigen bern. Dy hiele dei iet er net en dronk er net en sels de nachts die er it rûge roukleed net ôf. Somber roun er troch de sealen fan syn simmerhûs: in kening dy't boete die oer syn swiere skuld.

Dy nachts kaem it wurd des Heare op 'e nij ta Elia: 'Om't Achab him fornedere hat foar myn antlit en birou hat oer syn kwea, dêrom sil Ik dat oardiel net bringe yn syn dagen; yn 'e dagen fan syn soan sil it komme oer syn hûs.'

Dea fan Achab

TRIJE JIER WIE IT FORLYN DAT Achab de kening fan Aram forslein hie en sûnt hja doe de frede sleaten op Achab syn keningswein, wie der hiel hwat bard. Benhadad libbe net mear, en syn opfolger, Hadadezer, tocht der net oer om Israël oan to fallen; ynpleats hie er freonskip mei Achab sletten en njonken inoar hiene se by Karkar fochten tsjin Salmanasser, de machtige kening fan Assyrië, dy't alle keninkryken om him hinne ûnder syn skepter twong. It hie in greate slach west en Hadadezer en syn maten hiene it forlern, mar de Assyriërs hiene sokke swiere forliezen lit, dat hja net fierder nei it súd-westen teagen, mar nei har lân weromtrieken. To'n earsten wie it gefaer foar Israël en Aram foarby en Achab, doe't er werom kaem út 'e striid, waerd suver hast as in oerwinner huidige, Josafat, de kening fan Juda, makke de reis fan Jeruzalem nei Samaria om Achab lok to winskjen mei syn bihâlden thúskomst en tagelyk om alles to hearren fan dy bloedige slach dêr by Karkar.

En doe, midden yn alle feest en fleur, bitocht Achab, dat dit nou in moaije gelegenheit wie, om in âlde rekken lyk to meitsjen mei de Arameërs. Noch noait hie er alle stêdden werom krigen dy't Benhadad him ta-sein hie en yn Ramoth yn Gilead

lei noch altyd in sterke bisetting. It wie wier dat er krekt de Arameërs holpen hie, mar dat wie om 'e driging fan Assyrië en nou't fan dy kant gjin gefaer mear to duchtsjen wie, woe er earst dit âld sear oan kant ha. En it koe nou: it leger fan Aram hie rake klappen hawn en Josafat soe him faeks helpe wolle.

Yn in greate gearkomste, dêr't al syn riedslju en ministers wiene, lei er de kening fan Juda de fraech foar. Josafat wie daliks ré om mei to dwaen. Syn heit hie destiids tsjin it ryk Israël fochten, mar hy wie fan bitinken dat Juda en it tsien-stamme-ryk meïnoar stean moasten tsjin de heidenen. En sûnder bitinken sei er: ‘Ik sil wêze lyk as jo, myn folk lyk as jins folk en myn hynders lyk as jimme hynders.’ Allinne, ear't hja it leger oprôpen en útteagen, woe er earst graech de Heare bifreegje.

En dàt koe sa bêst, sei Achab. Net dat er sels sa folle om soks joech, mar as Josafat

wend wie om foar de striid in Godsman to hearren, dan soe dat nou ek. En profeten hie er genôch, dêr hoegde it net om oer to gean. De kening moast foaral net miene, dat hy, Achab, sa'n heale heiden wie.

Sûnt Elia doe de preesters fan Baäl deade hie, hie er sels in hiele rige profeten yn tsjinst nommen en dy koe er nou komme litte. Fansels koe dat mei gjin mûglikheit yn 'e keningsseal, - der wiene fjouwer hûndert - mar flak by de poarte, op 'e terskflier hiene se de romte. It soe hjoed noch wêze, en yn styl!

En sa sieten se dan op 'e terskflier fan Samaria, de beide keningen en seagen it défilé fan 'e profeten oan. Yn brede rigen kamen se op Achab ta, de lieder, Sédekia, de soan fan Kenaäna, foarop, net oars as in offisier oan it haed fan 'e troep. Hy bûgde djip en wachte hwat de kening to sizzen hie. Achab foun it prachtich: in leger profeten, dy't profetearren op syn bifel! It soe to bisjen stean, oft Josafat oait safolle byinoar sjoen hie, en dy gyng dan oars foar in tige from man. ‘Siz my’, sei er, ‘sil ik optsjen tsjin Ramoth yn Gilead, of moat ik it litte?’ Hja hoegden net lang op antwurd to wachtsjen: in skille stim rôp: ‘Tsjoch op, hwant de Heare sil it yn jins hân jaen.’ En dêrmei foel it hiele koar as ien man yn, dat it davere oer it fjild: ‘Tsjoch op, hwant de Heare sil de stêd yn jins hân jaen.’

Bliid seach Achab nei Josafat. ‘Hawwe jo it heard? Nei safolle jierren wurdt Ramoth wer in stêd fan Israël.’ Mar de kening fan Juda wie sa gau net bliid. Dit stie er net, mei dy fjouwer hûndert mannen, dit wie to massael en hwat al to moai. Hy leaude der neat fan, dat dizze fjouwer hûndert de geast des Heare hiene: hja bitochten it sels en seine hwat de kening graech hearre woe. Mar as gast fan Achab koe er net bêst sizze, dat er al dy profeten foar bidragers oanseach en dêrom sei er allinne mar: ‘Is hjir noch net in profeet des Heare yn 'e stêd, dy't wy freegje kinne?’

Achab biluts der suver fan. Dat wie nou krekt hwat foar sa'n man út Juda! Fjouwer hûndert profeten hiene him de oerwinning ta-sein en nou wie it noch net goed. In profeet des Heare! ‘Ja’, sei er wreevlich, ‘der is noch al ien: Micha, de soan fan Jimla, mar dy haetsje ik, hwant hy profetearret noait goed fan my, mar altyd kwea.’ Hy hope mar dat Josafat der nou ôfsjen soe, mar dy hâldde fol; hy woe dochs graech dy iene ek noch hearre. Doe koe it fansels net oars en Achab stjûrde ien fan syn tsjinners út om Micha to sykjen. It wie forlerne tiid, tocht er spitich, mar hy koe Josafath net foar de holle stjitte. En yn elk gefal hoegden se har dit wachters-skoft net to forfelen, hwant de profeten dêr foar har rekken al mear yn ekstase. De oanfierder, Sédekia, hie himsels in pear hoamen makke en mei de holle foaroer, dounse er op Achab ta. ‘Sa sille jo de Arameërs stjitte en to-neate dwaen.’ En fuort dêroer hinne, in machtich sprek - koar, foelen al de profeten yn: ‘Tsjoch op nei Ramoth yn Gilead en it lok sil mei jo wêze...’

Ûndertusken hie de boade Micha foun en togearre rounen se nei de poarte ta. It wie in goedmienend man, dy tsjinner fan 'e kening, mar fan de wiere profesije hie er net it measte forstân; hy miende, dat sa'n Godsman profetearje koe hwat er sels woe en dat de goaden har dêr dan nei skikke moasten. En dêrom sei er freonlik: ‘Jo meije jo wol goed bitinke, hwant alle profeten hawwe goed foar Achab sprutsen, dat wêz jo nou ek skiklik en sprek ek goed.’ Micha seach him forheard oan. ‘Sa wier as de Heare libbet, dat de Heare wol, dat sil ik sprekke en oars neat!’

Swijend rounen se fierder. De hoveling woe neat mear sizze; as dy Godsman dochs gjin rie oannimme woe, soe er him de eare net mear oandwaen. Stiif knypte er de

mûle ticht en hy seach de oare kant út. It hindere Micha net, hwant de geast des Heare wie oer him kommen en, tusken de hege, sombere huzen yn 'e smelle strjitten fan Samaria seach er frjemde, fiere fisioenen. De himel seach er iepen en alle ingelen en geasten stiene om Gods troan en rieplachten oer kening Achab, hoe't hja him lokje soene nei Ramoth, nei de striid en de dea... En dêrmei foroare it hiele byld. Hy seach in fiere stêd, earne oan 'e oare kant de Jordaen, en op 'e heuvels dêr om hinne swalken de mannen fan Israël, in keppel bange skiep sûnder hoeder. Doe wist Micha, de soan fan Jimla, dat Achab stjerre soe yn 'e slach om Ramoth. Syn gesicht stie strak, doe't er de terskflier op-

roun en foar Achab en Josafat stean bleau. Achab spriek him suver freonlik oan. It wie oft er sizze woe: lit ús freonen wurde, godsman, en lit ús beide it goede sykje foar lân en folk: eare, oerwinning en de stêd Ramoth wer by it Ryk fan Israël.

'Micha, hoe moat it nou? Sille wy to fjilde tsjen tsjin Ramoth yn Gilead, of moat it oergean?' Micha woe syn boadskip sizze, doe't achter him it profete-koar wer op 'e nij bigoun. Hy harke der nei en doe tocht er: Hwat doch ik hjir? Hwat sin hat it, dat Achab my komme lit, as er tagelyk nei dy dwaze binde harket? Dy't op 'e drompel fan 'e dea noch oan sokke ûnsin leaut, hwat docht dy de Heare to bifreegjen? En mei in djippe bûging sei er: 'Tsjoch op nei Ramoth yn Gilead, hwant it lok sil mei jo wêze, hwant de Heare sil de kening de stêd yn 'e hân jaen.' Hy brûkte mei sin deselde wurden fan Sédekia en spriek op 'e selde toan. Jo hawwe de leagen ommers dochs leaver as de wierheit, bidoelde er, dat dan sprek ik ek mar leagen.

Achab fielde de spot yn Micha's wurden en strang sei er: 'Hoe faek moat ik dy biswarre datstû de wierheit seist, oars neat as de wierheit yn des Heare namme?' De profeet kaem in stap tichter by en driigjend stie er foar Achab syn hege stoel. 'Dit is dan de wierheit', sei er earnstich: 'Ik seach hiele Israël forsille op 'e bergen en de Heare spriek: Hja hawwe gjin hear; lit in elk yn frede weromgean nei syn eigen hûs.'

Kening Achab kearde him nei syn freon Josafat. 'Haw ik it net sein', sei er mei in sucht: 'hy sil noait goed fan my profetearje, mar allinne kwea?' En jitris naem Micha it wurd. As kening Achab miende, dat dy profeten dêrre in godswurd hiene en dat hy, Micha, sa mar hwat sei, dan soe er ek dat oare noch hearre, dat twadde fisioen, dat er niist sjoen hie. 'Hear it wurd des Heare.' Syn lûd trille fan grime. 'Ik seach de Heare, sittende op syn troan en alle ingelen en geasten oan syn rjochteren lofterhân. Doe frege de Heare: 'Hwa fan jimme sil Achab biwege, dat er optsjocht nei Ramoth en dat er falle mei yn 'e slach?' De iene sei dit en de oare dat, mar op it lêst kaem de Leagen nei foaren en sei: 'Ik sil him biwegel Hwant ik sil in leagengeast wêze yn 'e mûle fan al syn profeten en hy sil nei har harkje en optsjen en falle yn 'e striid. En sa komt it, o kening, dat al dy profeten leagen sprekke, hwant de Heare sels, dy hat kwea oer jo sprutsen.'

Achab harke, forgrime en wreevlich, mar hy wie net de iennichste dy't lilk wie op Micha. Sédekia, de lieder fan 'e profeten, hie it ek heard en ear't de kening noch hwat sizze koe, sprong er op 'e Godsman ta en sloech him lyk yn it gesicht. 'Dat kin net', sei er bretael, 'dat de geast des Heare by my weigien is om dy oan to sprekken. It is net wier dat de kening falle sil; wy hawwe de wierheit sein.' Micha makke him net lilk om dy ûnfortsjinne slach; net hy, mar de Heare soe dizze leagener straffe. En rêstich sei er: 'Dû silst it mei koarten gewaer wurde, hwa't de wierheit sein hat, astû yn in binnenkeamer flechtsje moast om dyn libben!'

Kening Achab makke der in ein oan. Hy hâldde it mei de fjouwer hûndert en hy liet Micha, de soan fan Jimla, yn it tichthús sette op wetter en brea. 'Sa lang', sei er strang, 'oan't ik mei frede weromkom út 'e striid.' Noch ienkear warskôge de profeet: 'Jo komme net mei frede werom'; doe brochten se him fuort. Sédekia hie de slach woun. Doe't Micha al troch de poarte wie hearde er noch it lûde koar: 'Tsjoch op nei Ramoth yn Gilead en it lok sil jo mei wêze...'

En op 'e terskflier sieten de beide keningen noch en biretten har, hoe't it nou fierder moast. Achab wie fêst fan doel om troch to setten; hy koe net leauwe, dat dy iene profeet sa folle mear wist as dy fjouwer hûndert oaren. Mar Josafat, hwat soe dy nou sizze? Hy hie it ta-sein, mar sels as er nou net doarst, soe dochs de tocht trochgean!

Hy bûgde fan siden en seach de kening fan Juda oan. ‘Hoe komt it? Doare Jo it noch mei my oan?’ Josafat hie syn bislút nommen. Nei hwat Micha sein hie, like dy oanslach op Ramoth him net goed mear ta, mar hy hie it nou ienris tasein en hy woe syn wurd net brekke. En bûtendat Micha hie sein dat Achab falle soe, mar de kening fan Juda hie er goed noch kwea fan sein. ‘As jo geane’, sei er, ‘dan gean ik mei!’

It foel Achab hûndert parten ta. Sels Josafat, dy't oars de Heare tsjinne, steurde him net oan it wurd fan Micha. It soe allegearre noch wol goed komme! Mar dêrom

hoegde men noch net ûnforsichtich to wêzen. Dy Arameërs soene it fêst op him forsjoen hawwe: hy soe it har en de goaden net al to maklik meitsje. ‘Harkje’, sei er tsjin Josafat. ‘Ik sil my forklaeije as in gewoan offisier en meifjochtsje yn 'e foarste rige; bliuw jo dan achter it front en fier dêrwei it leger oan. It is feiliger foar jo, en hoe't it mei my komt... As de goaden my hawwe wolle, hjoed, dan sille se my dochs wol fine!’

En sa barde it doe, de deis dat it leger fan Israël opteach om de oanfal op Ramoth to weagjen; op ien fan de foarste weinen, sûnder keningspronk en diadeem, stie er, Achab, de kening fan Israël. De eigen soldaten koene fansels syn wein en hynders wol, mar gjin Arameër soe him fine yn it trelit fan 'e slach. It wie oars wol har doel. Kening Hadadezer hie syn twa en tritich oersten oplein om foaral op Achab oan to fallen. Hja hoegden har net to bimuoijen mei hege offisieren, of mei de kening fan Juda, dy't har faeks noch wol ris helpe koe tsjin Assyrië: it gyng hjoed allinne om kening Achab, dy't har sa ûnforwachts oanfallen wie.

Dat de tsjinners fan Hadadezer diene dy moarns har úterste bêst om Achab to ûntdekken, mar hja seagen him net. Hwer siet er dochs, dy soan fan Omri en hwer wie de keningswein, dy't hja noch koene fan Karkar? En dêrmei seagen se, achter it front, op in heuvel in mannich offisieren stean, en tusken de mannen yn it blinken fan in keningsmantel. Dêr wie er dus! Hja skuorden de hynders om en rieden der op los, dat de groun davere en dat moude yn wolken omheech gyng. Om 'e slachrigen fan Israël hinne bûgden se en doe gyng it rjocht op 'e heuvel oan...

Josafat seach har kommen en de skrik sloech him om it hert. Hwat moasten se mei har lytse troep en in mannich wachtsoldaten bigjinne tsjin dizze stoarm fan weinen en hynders? Mar as er dan falle moast, dan soe it wêze mei eare. Hy loek it swurd en rôp de wapenrop fan Juda. En tagelyk wie it oft der in wûnder barde: de binde Arameërs swonk fan siden en kearde om. Josafat wist net hoe't it koe, mar it wie oars tige ienfâldich: de Arameërs hiene sjoen, dat it Josafat wie en net de man dy't hja sochten...

En hiel dy lange dei, yn dy wylde slach, sochten se om 'e nocht, de tsjinners fan Hadadezer. Hja founen Achab net en as it oan har stien hie, dan hie Achab nèt fallen yn 'e slach om Ramoth en dan hie it wurd des Heare, troch de tsjinst fan Micha, net wier wurden. Mar de Heare sels wie der ek noch en Hy foun Achab wol yn dy wylde kampslach.

De sinne stie noch heech oan 'e loft, doe rieden de weinen fan Israël in nije oanfal Achab stie op ien fan 'e foarste en focht as in liuw. Hja founen him net, de Arameërs, en as syn mannen alles op alles setten, dan koene se it noch winne. It soe oan him net stean en lûder fjurre er de fuorman oan. Doe seach in skutter him en lei op him oan. De man die it sûnder euvelmoed; hy wist net dat it Achab wie, mar de Heare stjûrde de skerpe pylk. Tusken pânser en gaspen rekke er Achab en dy kromp yninoar yn 'e bak fan 'e wein. ‘Swaei om’, hime er, ‘ik bin rekke!’ Mar ear't de fuorman de hynders swaeije koe en loskomme út 'e rige, stie Achab al wer oerein. Hy skuorde de heakjende pylk út 'e woune en biet op 'e tosken. ‘Net flechtsje!’ sei er koart. As hy nou út 'e slachrige gyng, soene syn soldaten de moed opjaen en wie de slach forlern. Hy moast folhâlde, de lange gleone middei, sa lang oan't de slach oan 'e ein wie, of oan't it tsjuster waerd. Miskien wie er earder al dea! It kaem der net op oan, mar hy soe folhâlde sa lang as er koe.

Sa stie er ûren op dy skokkende, bossende wein en fielde er hoe't stadich syn krêften minderen. It bloed dripte yn 'e bak fan 'e wein, syn eigen, waerm, read bloed. Hy stie der yn, en de pinen skuorden troch syn lichem, mar hy joech it net oer. De fuorman smeke: ‘Lit my swaeije, dat wy rêste kinne en de woune forbine’, mar hy sei: ‘Né, ik flechtsje net!’ Hy waerd al mar swakker; al bleker hong er oan 'e rânne fan 'e wein. De fuorman frege wer. Syn ‘né’ waerd al swakker, mar it bleau like koppich.

Hy koe hast net mear. Kaem der dan noait in ein oan dizze slach? Krigen dy Arameers noait har nocht? Hy wie dúzlich en de koarts baernde yn syn holle. Nou koe it net lang mear duorje. Dus de Heare, de God fan Micha, hie him dochs foun. It hie mis west, hy hie net gean moatten. Dy

Sédekia mei syn profeten, dy hiene him dit oandien. Hy hearde it noch: ‘it lok sil mei jo wêze!’ Micha, dy wist it better, dat wie in keardel, dy stie by syn wurd!... As er dy Sédekia hjir hie... Nou wie it dochs hast joun. De sinne roerde de Westerkym... Hy koe ek net mear. It waerd nacht foar syn eagen. Doe sloech er foaroer yn 'e bak fan 'e wein...

Sa hurd as it mûglik wie, mei farske hynders, rieden se it lyk fan 'e kening nei Samaria. Dêr bigroeven se him mei keningseare yn it grêf fan syn heit en de fuorman fortelde, hoe't Achab stoarn wie. Hy wie gâns kwea dien, dizze kening, hiel syn libben hie er de ûngoaden tsjinne en syn folk wie er foargien yn 'e sûnde, mar hy wie stoarn sa't it in kening foeget en hy hie syn bloed, syn libben jown foar syn folk. As hy net sa folhâlden hie, rjochtop yn 'e wein, dan hiene de Arameërs it woun en syn leger fordien. Nou wie it donker doe't de slach ta in ein kaem en it folk fan Israël koe rêstich fuortgean, sûnder dat de fijân har nei-sette. ‘Hja hawwe gjin hear; lit in elk yn frede weromgean nei syn hûs.’ Gjin wurd wie der fallen fan hwat Micha sein hie.

Mar it wurd dat Elia sprutsen hie nei de dea fan Naboth, dat kaem ek nei: doe't hja de wein skjin spielden by de fiver fan Samaria, slikken de hounen Achab's bloed.

‘Fjûr fan God’

SA WIE ACHAB, DE SOAN FAN Omri, dy't safolle kwea oer Israël brocht hie, stoarn en syn soan Ahazia waerd kening yn syn plak. Hy hie in moaije namme, de nije kening - Ahazia bitsjut: de Heare hâldt fêst - mar it die al gau bliken, dat er neat better wie as syn heit en mem; hy tsjinne it gouden keal fan Bethel en bûgde foar de ûnreine goaden fan Izébel. Dat de Heare de God fan Israël wie en dat Hy allinne rjocht hie op 'e eare fan syn folk, dat kaem net iens yn him op.

It barde yn it twadde jier fan Ahazia, dat er op in kear foar it finster stie fan syn boppekeamer en to fier nei bûten line: mei in swiere plof kaem er op 'e stiennen fan it binnenplein del. Syn tsjinners hellen him daliks yn 'e hûs en leine him op bêd; de dokters kamen, mar hja koene him net helpe mei har biswarringen. Fan dei ta dei waerd it minder en yn dy greate need bigoun er oan 'e goaden to tinken. Hy stjûrde net om Micha, de soan fan Jimla en net om Elia, de Tisbyt; dy tsjinstfeinten des Heare hie er it net op stean, dêr hie syn heit by syn libben al drokte genôch mei hawn. Né, hy hie de boade nei it lân fan 'e Filistinen, nei Baäl-Sébub, de god fan Ekron, dy't fier bûten syn stêd bikend stie as de Hear-fan-de-miggen. Hy gyng foar in machtich god, dy't it lân mei sykten slaen koe en dy't ek, as er dat woe, alle kwalen genêze koe.

Fol spanning wachtte Ahazia, hwat de god fan Ekron oer him biskikke soe, mar it wie altyd wol in pear dagen, hinne-en-werom, nei it Filistynske lân. Dat hy waerd tige kjel, doe't dy earste dei al, noch ear't de sinne op it heechst wie, de boaden weromkamen; hja koene noch noait to Ekron west ha, sa gau. Strang frege er har, hwerom't hja der sa gau al wer wiene. Ien fan 'e boaden naem it wurd. ‘De kening moat net lilk op ús wurde, mar der kaem ús in man to-mjitte, dy't tsjin ús sei: Sa seit de Heare, is der dan gjin God yn Israël, datstû de boade dochst nei Baäl-Sébub, de god fan Ekron? Dêrom silstû net wer fan it bêd ôfkomme dêrstû op klommen bist, mar dû silst de dea stjerre.’

De kening wie sa wyt as in deade en syn hannen trillen. ‘Hoe seach dy man der út?’ frege er. De boaden fortelden dat it in man op jierren wie, dy't in rûge mantel droech en in learen gurle. Ahazia knikte. Dan wist hy it wol: Elia, de profeet út Tisbe, de âlde fijân fan Achabs hûs. In machtich godsman wie it en as er dy flok fan Elia net daliks stuitsje koe, dan koe neat him mear rêdde. Dy profeet moast stjerre, dat er syn flokspreuk meinimme koe yn it grêf en gjin ûre letter wie der al in offisier op mars om Elia op to heljen. De kening hie him oplein om fyftich soldaten mei to nimmen en foaral net sûnder de Godsman werom to kommen.

De offisier sette der daliks moedich de stap yn; hy wie in man fan oanpakken en it

kommandearjen wend. Dy Elia, dat moast in machtich man wêze, mar mei syn fyftigen koene se him wol oer. Gâns in ein bûten de stêd, op in hichte njonken de wei, seagen se Elia sitten. Hy flechte net en smeke net om genede en de haedman makke him suver lilk. Dêr siet er dus, prinshearlik op 'e berch, dy rebel, dy't it tsjin de kening yn 'e kant sette doarst! Hy loek it swurd en mei syn swier soldate-lûd rôp er: ‘Dû man fan God: de kening seit kom hjir!’

Elia hearde it en in wylde grime lôge yn him op. Hy gyng wol foargoed yn 'e wegen fan syn mem Izébel, de nije kening, dat er nou al syn moardners op Gods feinten ôfstjûrde. Ien kear, nou al wer lange jierren lyn, hie er him bang meitsje litten fan in boade fan Izébel; dizze kear gyng er net op 'e flecht, foar gjin fyftich man. En dy offisier dêrûnder, mei syn flikkerjend swurd, miende dy nou wier, dat er Gods profeten kommandearje koe? ‘Man-fan-God’ hie er roppen, mar sa't hy it útspriek, hearde it krekt as rôp er: ‘Fjûr-fan-God’. En sa mar yn-ienen wist Elia hwat er dwaen moast en strang rôp er: ‘As ik dan Fjûr-fan-God bin, dan mei der fjûr fan 'e himel falle en fortarre dy en dyn fyftich!’

Hy hie de wurden hast noch net sein, doe flikkere de wjerljocht del en deade de haedman en syn fyftich soldaten. Elia seach se dêr lizzen en syn hert bounze. Sa machtich wie syn God en sa genedich, dat Er it roppen fan syn tsjinstfeint hearde en de fijannen sloech mei syn ljochtsjend fjûr. Nou koe it folk dan sjen, dat God de Heare machtich is en oars net ien! En nou koe kening Ahazia it dan mar sjen, dat Elia's God sterker wie as de migge-god fan Ekron! Hwa wist soe er him nou net bikeare en soe God him noch forjaen. Achab hie him ek in kear fornedere doe't er him it oardiel oansein hie en doe hie de Heare him ek sparre.

Mar Ahazia, doe't er hearde hwat der bard wie, bikearde him net. Ynpleats bihurde er syn hert en wer stjûrde er in haedman mei fyftich soldaten om Elia op te heljen. De dea fan dy earste fyftich telde er net en yn syn forblining weage er der jitris fyftich minske-libbens oan.

De twadde offisier wie noch dryster as de earste en noch mear forgrime op Gods profeten. Dy tsjoender dêr boppe op 'e berch krige him net yn 'e macht en noch lûder as de earste rôp er: ‘Dû man-fan-God kom daliks ûnder!’ Elia joech itselde antwurd, en jitris foel it fjûr fan God út 'e loft en deade de haedman mei syn soldaten.

En noch altyd siet de profeet op 'e berch en seach del op al dy deaden. Leaude er it dan noait, dy kening? Moasten der noch mear falle, ear't er bilies jaen woe? Soe faeks syn hiele leger stoarmrinne tsjin dy iene Godsman? Hoe koe in man, dy't al sa fier hinne wie en dy't elke ûre stjerre koe it tsjin God yn 'e kant sette?

Kening Ahazia leaude it net, ek net nei dizze twadde ramp. Ear't de joun noch fallen wie triek der wer in ôfdieling soldaten de poarte fan Samaria út, nei de berch dêr't Elia siet. De profeet seach har kommen; de spearen flikkeren wreed yn it ljocht fan 'e lette sinne. Dus noch joech er it net oer, dy soan fan Izébel. Moast er nou jitris bidde om Gods wraek? Moasten wer fyftich sterke keardels stjerre om 't har hear him net bûge woe foar Israëls God? Mocht er sa wol? Hy wie in man fan fjûr en stoarm, en de Heare soe him wis wer hearre, mar hy doarst hast net mear! De haedman stie by de berch, deun by de deaden. Mar dizze tredde offisier wie oars as de beide earsten. Hy liet syn soldaten ûnder stean en allinne gyng er nei boppen. In ein fan Elia ôf liet er him falle. ‘O Godsman’, smeke er, ‘jo hawwe fjûr fan 'e himel bidden en it hat dy beide mannen mei har fyftich fortard, mar och, lit myn libben en it libben fan myn soldaten kostber wêze yn jins eagen en sparje ús.’

En noch ear't Elia him op in antwurd bitinke koe, spriek de Heare ta him: ‘Gean mei him en wês net bang!’ Bliid gyng Elia oerein en mei de haedman gyng er nei it keningshûs. Hy wie net bang; rjocht en strang stie er foar it bêd fan 'e sike kening en sei him it oardiel oan. ‘Sa seit de Heare, omdatstû boaden stjûrd hast nei Baäl-Sébub, de god fan Ekron - lyk as wie der gjin God yn Israël om dy to freegjen! - dêrom, it bêd dêrstû opklommen bist, silstû net wer ôfkomme, mar dû silst de dea stjerre.’

Ahazia, hoewol't er Elia hate en alhoewol't er noch net ta ynkear kommen wie, doarst neat werom to sizzen. Hy liet Elia

gean en net lang neitiid stoar er en waerd bigroeven yn 'e stêd Samaria. Hy hie mar twa jier oer Israël regearre en syn iere dea wie foar it folk in teken, dat de Heare de sûnde straft. De jonge kening hie God forlitten en de ûngoaden tsjinne: nou liet God him los en sels de moaije namme dy't syn heit him jown hie, koe him net mear helpe. Syn broer Joaram waerd kening yn syn plak.

Himelfeart

SÛNT YN IT PARADYS DE SÛNDE yn 'e wrâld kommen is, moatte alle minsken ien kear stjerre; allegearre hingje se oan it libben en allegearre sjogge se tsjin de dea oan, mar like goed komt er, ier of let, en sels de sterksten moatte foar him bilies jaen. De profeet Elia tocht ek net oars, as dat er ienkear de wurge holle dellizze soe en bigroeven wurde, earne yn in stêd yn Israël. Hy wist fansels net hwêrre; in profeet wit fan de iene op 'e oare dei nei hwêr't God him stjûre sil en hy kin net, lyk as oare minsken, al fan to foaren in grêf rémeitsje. Hy docht syn wurk en giet dêr't syn God him hawwe wol, sa lang oan't de Dea him fynt. En lang soe it ek wol net mear duorje, tocht Elia, hwant hy waerd âlder, en Elisa, de soan fan Safat, dy't er salve hie ta profeet, koe syn wurk oernimme.

It wie nou al wer lange jierren lyn dat er Elisa troffen hie to Abel-Méhola, op it lân fan syn heit, dêr't er mei de feinten oan it ploegjen wie. Elia hie him net frege oft er graech profeet wurde woe; God rôp him en dat moast genôch wêze. Dat yn it foarbygean hie er Elisa de rûge mantel tasmiten, sa't in hear syn slaef de mantel tasmyt om him nei to dragen. Elisa hie neat frege, hy bigriep daliks hwat Elia bidoelde en mei de profete-mantel oer de earm roun er achter de Godsman oan. Ik wol jins tsjinner wêze, bidoelde er en ik sil jo folgje, hwêr't jo ek hinne gean. Allinne woe er earst noch graech ôfskie nimme fan syn heit en mem en dat foun Elia goed. Elisa slachte de beide kij, dy't er foar de ploech hawn hie en dielde it fleis út oan 'e slaven fan syn heit en oan alle freonen dy't it ôfskiedsfeest meimakken. Doe wie er mei Elia gien en syn tsjinner wurden en sûnt hiene se altyd to-gearre swalke troch de stêdden en doarpen fan Israël. Allinne as God Elia in bisûndere opdracht joech, lyk as doe by Achab, doe't Naboth formoarde wie, of by Ahazia, doe't dy siik wie, gyng er allinne en naem er syn tsjinner net mei.

Sa barde it op in kear, dat de beide mannen op reis gyngen út Gilgal wei. Hja wiene noch mar krekt bûten de stêd, doe't Elia in Godswurd krige. Dizze kear spriek de Heare net mei in lûde stim en hja seagen Him ek net, mar Elia fielde yn syn hert, hwat God him to sizzen hie. It wie in wûnder wurd, dat er krige, it wûnderlikste út hiel syn libben: God soe him weinimme, hwant syn tiid wie kommen, mar hy soe net stjerre, lyk as alle oare minsken. Sûnder pine en smert soe er de himel yngean en noait soe syn lichem komme yn it tsjuster grêf.

Elia waerd der stil fan. Dit wie sa great en sa hearlik, hjir moast er earst goed oer nei-tinke. En hy hie ek de tiid noch wol, hwant tagelyk sei de Heare, dat er nei Bethel gean moast, en dat wie in lange reis. It spiet him nou suver, dat er Elisa meinommen hie; dizze lêste reis op ierde woe er allinne wêze, allinne mei dat djip en great geheim. Hy seach Elisa oan. Dy wie ek stil en syn gesicht stie earnstich. Soe er it witte? Hy doarst net to freegjen; sok ding is to tear om oer to praten. ‘Bliuw hjir dochs’, sei er, ‘hwant de Heare hat my alhiel nei Bethel stjûrd.’ Elisa bleau stean. Hy wist ek hwat

der barre soe, de Heare hie it him ek iepenbiere, en hy woe der by wêze. Ear't Elia weinommen waerd, woe er earst noch syn seine hawwe; hoe soe er oait it wurk oernimme kinne, dat sa swier en sa hearlik wie? Hoe soe er der moed foar hawwe, as er net mei eigen eagen sjoen hie dat syn hear nei de himel fear? En earnstich sei er: ‘Sa wier as de Heare libbet en jo libje, ik sil jo net forlitte.’

Elia doarst him net werom to stjûren en togearre gyngen se de lange reis oan. Dy nachts sliepten se to Bethel en de oare moarns brochten de profeten har in ein de stêd út. Hja doarsten net mei Elia sels to praten, mar seine tsjin Elisa: ‘Witte jo

wol, dat de Heare hjoed jins hear hy jo wei nimme sil?' Hy antwurde: 'Ik wit it ek wol; swij jimme mar.' It foel him sels ek swier om oer sokke dingen to praten.

Hja wiene noch net folle fierder, doe't Elia stean bleau en sei: 'Bliuw hjir dochs to Bethel, hwant nou stjûrt de Heare my alhiel nei Jericho.' It wie sawn ûren rinnen, de berchwegen lâns, mar wer sei Elisa: 'Sa wier as de Heare libbet en jo libje: ik sil jo net forlitte.' En wer gyngen se to-gearre en seine net folle, mar tochten nammersto mear!

Doe't hja to Jericho wiene, wisten ek dêr de profeten hwat der barre soe en wer krige Elia in iepenbiering: hy moast noch fierder, oer de rivier de Jordaen. Noch ien kear bisocht er om Elisa kwyt to wurden, mar foar de tredde kear biswarde dy him, dat er him net forlitte soe. Elia sei der neat mear fan; it skynde net Gods wil to wêzen dat er dizze lêste dei op ierde allinne wie!

Hja kamen by de Jordaen, op in plak dêr't it wetter djip wie en nimmen der troch rinne koe. Mar Elia teach syn mantel út en rôlle dy op; ien slach op it wetter en troch de brûzjende rivier kaem in smel, droech paed. De profeten fan Jericho, dy't har efternei gien wiene, seagen út 'e fierte, hoe 't hja der troch rounen en oan 'e oare kant achter de strûken wei waerden. It wetter streamde wer gewoan fierder, lyk as wie der krekt to-foaren gjin machtich wûnder bard...

Oan 'e oare kant de rivier rounen de beide mannen fierder. Sa fier't hja sjen koene lei it fjild forlitten en iensum; gjin frjemde eagen soene Elia sjen op syn lêste reis. Hy fielde dat it nou gau komme soe en syn hert wie bliid en tankber. Hwat noait in minske barre mocht, útsein dan Henoch yn 'e âlde tiid - dat woe God him nou jaen: alle pine en smaed fan 'e dea soe him bisparre bliuwe en hy soe sa mar yn Gods blide himel yngean. En yn 'e blidens fan dizze wûndere ûre, tocht er ynienen oan Elisa, dy't strak weromgean soe, it swiere libben yn, mei al syn noed en striid. Hy soe heech yn 'e himel wenje, frij fan alle leed en lêst, mar Elisa moast hjir bliuwe, by in dwers en sûndich folk. En hy hie oars net dien, op dizze lêste reis, as bisykje om him kwyt to reitsjen. 'Siz my', sei er earnstich, hwat ik dy dwaen sil, ear't ik weinommen wurd.' Hjir, yn dizze wide iensumheit, sa deun by God en de himel, sa koart nei dat wûnder by de Jordaen, fielde er dat gjin wûnder him to great wêze soe. Elisa koe mar freegje! Mar Elisa, de profeet des Heare, bigearde gjin wûnder. Hy hie mar ien forlangst; hy woe in great profeet wurde en it wurk fan Elia oernimme ta heil fan syn sûndich folk. Fan oare dingen hie er gjin forlet en in wûnder, om syn leauwe to sterkjen, soe er aenstouns ommers sjen! 'Ik bigear oars net as in dûbeld diel fan jins geast.' Elia bigriep daliks hwat Elisa miende. In dûbeld diel krige de âldste soan fan syn heite bisit: sa woe Elisa fan alle profeten yn Israël de greatste wêze en dy't it tichtst by God stie. Miskien soe God it him jaen, mar it wie net hwat, dêr't hysels oer biskikke koe! 'Dû hast in swier stik bigeard', sei er, 'dat net oan my stiet to jaen. Mar dit sit it teken wêze: astû my sjochst as ik opnommen wurd, dan sil it dy barre, mar sa net, dan hat God it oars biskikt.'

En fuort dêrnei, wylst hja noch to-gearre praetten, barde it greate wûnder. Der briek in ûnwaer los en in greate stoarm en ynienen wie it om Elia hinne allegearre fjûr: it liken hynders fan fjûr en in fjûren wein en sa fear de trouwe tsjinstfeint fan God nei it heite-hûs dêr boppe.

Elisa seach it en hy wie bliid dat er nou syn bigearte krije soe, mar tagelyk wie der ek it leed om't er Elia, syn hear, nou misse moast. En ek dat wie it slimste net, mar dat Elia der nou net mear wie om 'e striid tsjin de Baäls to fieren, dat it folk him

misse moast, dat folk dêr't er mear foar dien hie as in kening mei legers en weinen! En lûd rôp er: ‘O myn heit, myn heit: wein fan Israël en syn ruters!’

Doe skuorde er syn mantel yn twa stikken, by wize fan rou-bitoan en seach om him hinne. Yn it gêrs, foar syn fuotten, lei de mantel fan Elia. Bliid naem er him op. Tonei soe er dy mantel drage as in teken dat de geast fan Elia op him rêstte en altyd, sa faek as it wurk him swier foel, soe er tinke oan dizze himelfeart.

Mei greate stappen roun er de kant op nei de Jordaen. Nou wie alles oars, nou wie er net langer de man fan it twadde plan, in tsjinner fan in machtich profeet, mar nou seach it folk fan God op him om help en

heil. Nou soe er sels de minsken it oardiel oansizze en, as it koe en mocht, har helpe. Hy fielde dat er greate dingen dwaen koe, krekt as Elia earst. It wie itselde wurk dat er dwaen moast, hoewol ek wer net alhiel: Elia hie de striid hawn tsjin de Baäls fan Izébel, mar de nije kening, hoewol't er de Heare net freze en him mei de goaden fan Bethel ôfjoech, tsjinne de Baäls dochs net. Elia hie net om 'e nocht syn wurk dien: it stie der better foar as yn 'e dagen fan Achab. Miskien hoegde er net sa faek as syn foargonger straf en oardiel oan to kundigjen; miskien mocht er mear helpe en mear wûndere dwaen. Hy hope it mar... Hy kaem by de Jordaen en seach yn 'e fierte de profeten stean, dy't op him wachten. Doe die er Elia's mantel út en spriek: ‘Hwer is de Heare, de God fan Elia, ja, hwer is Er?’ En tagelyk, út alle macht, sloech er op it wetter. Oer it droege paed triek er dwers troch de rivier en gyng op 'e profeten ta.

Hja fregen net hwer't Elia wie en hoe't alles gien wie, mar in pear kamen by Elisa en seine: ‘Lit ús dochs de bergen yngean en sjen oft de Godsman miskien noch libbet. Hwa wit, hat God him mar tydlik opnommen, en leit er nou earne op in berch of yn in delling, lyk as doe ûnder de rotemstrûk.’

Elisa skodholle. ‘Dêr't Elia is’, sei er earnstich, ‘hat er gjin forlet mear fan minskene help.’ Mar hja hâldden oan: men koe it noait witte en der wiene wol fyftich jongkeardels, dy't de muoite der graech foar oer hiene. Op it lêst sei er: ‘Gean dan mar.’

Trije dagen lang sochten se; doe kamen se werom, wurch en ûngedien, en skammen har tige. ‘Haw ik it jim fuort al net sein?’ frege Elisa. Mar lilk koe er ek wer net wêze: hja hiene it goed bidoeld en de opnimming fan Elia wie ek sa'n great wûnder! Hy gyng mei har nei Jericho en bleau dêr in skoft om har to learen.

Elisa, de Godsman

IT DIE AL GAU BLIKEN, DAT DER WOL wier twa dielen fan Elia's geast op Elisa fallen wiene en yn 'e krêft des Heare die er mannich wûnder yn 'e doarpen en stêdden fan it tsien-stamme-ryk. It bigoun daliks al to Jericho, fuort nei dy wûndere tocht oer de Jordaen.

De mannen fan 'e stêd, dy't fan 'e profeten heard hiene, dat er in paed makke hie troch de rivier, kamen by him en klagen oer it wetter, dat net goed wie foar minsken en fé en dat it lân ûnfruchtber makke. It wie oars goed wenjen yn Jericho, mar dit wetter, dat wie in great lêst. De profeet wie daliks ré om to helpen en spriek: ‘Sa seit de Heare, Ik haw dit wetter suver makke en der sil gjin dea noch ûnfruchtberens mear út fuortkomme.’ De minsken stiene forslein: dat dy jonge man dit sa mar sizze doarst. Dat er sa wis fan syn saek wie, dêr koene se hast net by. Mar it duorre net lang, doe die it bliken dat it wetter suver wie en dat it gjin skea mear die oan 'e groun en oan 'e minsken. Fan dy tiid ôf hiene de boargers fan Jericho de nije profeet tige yn eare en harken se jerne nei him.

Om dyselde tiid waerden ek de minsken to Bethel gewaer, dat Elisa in machtich profeet wie, mar hjir wie it gjin wûnder om to helpen, mar in oardiel dat er brocht oer in fordoarn en sûndich plak. Bethel wie dóch gjin gaedlik plak foar profeten des Heare: de timpel fan Jerobeam stie der en dei oan dei rikken dêr de alters foar it gouden keal. De mannen fan Bethel wiene der greatsk op, dat hja yn in timpel-stêd wennen en sokke strange profeten as Elia en Elisa, dêr hiene se it net op stean.

Dat doe't Elisa op syn trochreis fan Jericho nei de Karmel, it berchpaed nei Bethel opkaem, rôp in binde jonges út 'e stêd him spottend nei: ‘Kom op, kealkop! Kom op, kealkop!’ De profeet seach op. Hy fielde dat dit hwat oars wie as in streek fan ûndogenske jonges; dizze bern rôpen it út, hwat har âlden har leard hiene: haet tsjin 'e Heare en tsjin syn profeten. ‘Kom op’, dat bitsjutte: ‘Weagje it ris en kom to Bethel, dan sil it dy net goed ôfgean!’ Miskien woene se him wol deadzje, de lju fan 'e stêd. En, lyk as yn Elia, doe't er op 'e berch siet en in offisier fan Ahazia him yn syn eare kaem, lôge ek yn him de grime op. It gyng him net alderearst om himsels, net om in skeldwurd allinne, mar hy kaem op foar de Heare syn God, en mei strange wurden spriek er de flok út oer de jonges

‘O myn heit, myn heit, wein fan Israël en syn ruters!’

fan Bethel. En ek dizze kear kaem it wurd fan 'e profeet nei: dyselde deis noch foelen twa bearen op 'e jonges oan en forskuorden twa en fjirtich. Sa learden de mannen fan Bethel dat God net mei Him spotte lit en dat Er foar de eare fan syn feinten opkomt. Der wie yn 'e hiele stêd net ien, dy't in hân nei him útstekke doarst en hy teach it Noarden yn, earst nei de Karmel, de berch fan Elia en letter nei Samaria, dêr't er him nei wenjen sette.

Mar al hie er dan syn hûs yn 'e keningsstêd, dat woe net sizze dat er noait bûten de poarte kaem; fan tiid ta tiid reizge er it lân troch en learde er it folk en brocht er de Heare offer. En oeral hast mochten de minsken him graech lije en fregen se him om rie as hja yn noed sieten.

Sa barde it op in kear, doe't er wer by in groep profeten wie, dat in earme widdou by him kaem. Hja hie har man forlern en libbe mei har twa jonges, dy't noch net âldemôch wiene om de kost foar har to fortsjinjen. En lyk as wie har lot noch net swierdernôch, sûnder man en sûnder fortsjinst, drige der de lêste dagen in nije slach. Der stie noch altyd in âlde skuld dy't bitelle wurde moast, mar al sparre se har sels en har jonges it brea út 'e mûle, dan noch koe se gjin jild oerhâlde om hwat ôf to biteljen. Hja hie de skuldeasker frege oft er noch in pear jier tiid dwaen woe: letter, as de jonges greater waerden, kaem alles wol wer yn oarder, mar de man woe der gjin praet fan hearre. In hurde en wrede keardel wie it en hy woe op slach syn jild ha; as hja dan net bitelje koe, dan wist er wol better rie: dan naem er har beide jonges mei en dy soene syn slaven wurde. Op dy menear kaem er dan dochs noch oan it jild.

De earme frou wie wanhopich, doe't hja it hearde. It wie net neffens de wet, mar hwat joech dat, as sa'n man it bigrepen hie? Der barde sa folle yn Israël, dat tsjin Gods Wet wie en de earme lju moasten it altyd bilije. Hja seach oars gjin útwei as Elisa moast har helpe. ‘Och, myn hear’, sei se, ‘jo hawwe myn man wol kennen en jo witte dat er in profeet wie en dat er de Heare freze en nou sit ik der sa slim foar!’ En mei triennen yn 'e eagen die se it forhael. It bigreate Elisa tige en hy sei daliks: ‘Ja, ik haw ek gjin jild, mar ik wol jo al helpe. Siz hy hwat jo yn 'e hûs hawwe.’ De frou antwurde: ‘Ik haw oars neat as in salvefleske mei oalje.’ Elisa tocht nei. It wie net folle, dat bihindich fleske mei oalje, mar it wie altyd hwat en olive-oalje wie prizich dat jier. En dizze profete-frou hie ek noch hwat, dat mear wurdich wie as oalje: hja hie har leauwe en in sterk bitrouwen op God.

En earnstich sei er: ‘Gean hinne en freegje al jins buorlju om fetten; tink der foaral om dat jo net to min krije. Gean dan yn 'e hûs, doch de doar op it slot en jit oalje yn 'e fetten en set oan 'e kant hwat fol is.’ Hja makke der fuortdaliks wurk fan en yn koarte tiid hie se in hiele rige fetten yn 'e hûs; lytse en greate, kannen en krûken, alles dat se sa gau mar liene koe. Doe die se de doar ticht en naem it fleske mei oalje. De beide jonges setten in fet foar har del en hja bigoun to jitten. Har hert bounze, mar hja twivele net. Hja seach net op doe't it earste fet fol wie en de jonges it foarsichtich oan 'e kant setten. En it twadde en it tredde en altyd noch roun út dat lytse fleske de tinne oalje-striel. Hja seach net op. Hja tocht mar oan ien ding: dat alle fetten fol moasten en dat dit nou in seine fan 'e Heare wie. Hja wie sa tankber! En al mear fetten rekken fol, har bihindich hûs bigoun to lykjen op in winkel. Op it lêst, doe't der wer in fet oan 'e kant set wie, brochten de jonges gjin legen-ien oan. ‘Toe jonges’, sei se, ‘bring wer in fet.’ Mar der wiene gjin mear. En dêrmei stie yn it lytse fleske de oalje-stream stil. Hja die it har net oan tiid om nei har skatten om to sjen, hja

rekkene net, mar bliid en tankber gyng se nei Elisa en fortelde it him. De profeet rekkene àl. Hy frege hoefolle fetten der wiene en doe sei er: ‘It is jowes, al dy oalje. Forkeapje it, bitelje de skuld en fan hwat der oerbliuwt kinne jo en jins soannen libje.’ Sa barde dat doe en it forhael fan dit greate wûnder gyng troch alle doarpen en stêdden fan Israël.

Op in oare kear barde it, dat Elisa wer to Gilgal kaem en dat alle profeten dêrre by him kamen om nei syn wurden to harkjen. Hja sieten allegearre foar him en doe't er it selskip oerseach, foel it him op, dat hja der min ûtseagen. Dat wie nammers gjin wûnder: it wie hûngersneed yn it lân en sokke tiden hiene de profeten, dy't meast

fan jowne stikken libje moasten, it tige swier. Elisa sels hie it gâns better en hy tocht: Lit ik dy mannen nou earst ris in waerm miel foar sette. Hy rôp syn tsjinner en hiet him de greate pôt op it fjûr to setten en in panfol sop to sieden.

De hongerige profeten founen it prachtich en ien fan harren woe ek mei helpe; hy gyng it fjild yn en socht in heap fruchten. It soe der wis smaekliker fan wurde, tocht him: sop sûnder krûden, dêr wie ek it measte net oan. Doe't er weromkaem mei syn kolokwinten prottele it sop al lekker en sûnder dat de oaren der erch yn hiene, smiet er alles yn 'e panne.

Mar mei al syn goede bidoelingen kaem it dochs raer út: kolokwinten lykje op it each wol lekker, mar se binne tige bitter en dy't se yt moat der fan brake. Doe't it sop klear wie, bigoun Elisa om to dielen en in pear fan 'e earsten bigounen daliks to iten. Mar fuort by de earste hap al, loeken se in fiis gesicht; hja wiene wier net tier, de profeten fan Gilgal, mar dit wie gjin iten! It wie sa bitter, it koe best forgif wêze en lûd bigounen se to roppen: ‘O Godsman, de dea is yn 'e pôt, de dea is yn 'e pôt!’ Fansels waerd dat in hiele konsternaesje en, al hoe'n sin oan iten se hiene, net ien doarst mear fan it fette sop to nimmen.

En ek dizze kear brocht Elisa ûtkomst; hy liet moai helje en smiet it der yn en doe't hja, tige hoeden, jitris preauwen, wie it iten goed en skeelde der neat mear oan.

Sa hat Elisa op syn reizen troch Israël noch folle mear tekens dien. Op in kear spizige er hûndert greate minsken mei in mannich platte koeken en in tasfol nôt; en der wie safolle, dat elk sêd waerd en dat der noch fan oerbleau en letter, doe't er mei de profeten fan Jericho oan it houtkapjen wie by de Jordaen en der in bile yn 'e rivier foel, liet er it izer boppedriuwe. It wiene meastal wûnders, dy't er die om forlegene lju to helpen, mar fan tiid ta tiid die er in teken, dat it hiele lân oer bikend waerd en fier bûten de grinzen fan Israël. Mar hoe't dat ek wêze mocht, elk wûnder dat er die, oft it ‘lyts’ wie of ‘great’, hie mar ien doel: it folk fan Israël sjen to litten, hoe great en hearlik de Heare wie en dat der gjin ein is fan syn macht.

De frou fan Sunem

OP IEN FAN SYN REIZEN TROCH it ryk fan Israël kaem Elisa yn it stedtsje Sunem. Dêr krige er kunde oan in jonge frou, dy't graech woe dat er by harres kaem to iten. De profeet wie har to wille en it foldie him skoan yn it wide boere-hûs: de minsken wiene goed en gol en diene al har bêst om it him nei it sin to meitsjen. De boer sels wie gâns âlder as syn frou en gyng alhiel op yn syn wurk. Mar de frou, hoewol't hja trou har húslike plichten waernaem, hie ek each foar oare, heger dingen. It wie in geniet mei har to praten oer de tsjinst fan God en doe't Elisa fuortgyng, biloofde er har, dat er mei gauwens wer komme soe. Sûnt dy earste kear kaem er altyd wer by har oan as er troch Sunem moast.

De frou bigriep al gau dat Elisa net in gewoane profeet wie, lyk as der doedestiids to Gilgal en to Jericho wennen, mar dat hy in great Godsman wie, lyk as earst Elia. Nammersto-mear wie it har yn'e wei, dat hja him net ûntfange koe sa't hja graech woe. Hwant it hûs wie greaternôch mar der wie mar ien keamer dêr't hja allegearre sliepe moasten en it wie dochs folle moaijer dat sa'n man in keamer apart hie, dêr't er frij sitte koe en apart sliepe. Dat op in kear bigoun se der oer mei har man. ‘Ik haw

fornommen', sei se, 'dat dy profeet in hillich Godsman is en nou't er hjir sa faek oankomt, woe ik graech dat wy in boppekeammerke hiene, alhiel foar him allinne. Syn tsjinner, as dy meikomt, kin bêst by de feinten sliepe, mar dat past dochs net foar sa'n profeet.' It wie de âld boer wol goed - yn sok ding die er meastal de frou har sin! - en al gau kaem der op 'e ein fan it dak in mitsele keammerke. Hja sette der in bêd yn, in stoel, in tafel en op 'e tafel in oalje-lamke, dat it nachts net alhiel tsjuster om him hinne wie.

Doe't Elisa in skoft letter wer kaem - syn tsjinner, Gehazi, wie by him - seach er frjemd op, dat alles sa yn oarder wie en dat er nou sels in keamer hie. It wie him hast to folle, sa'n drokte om dy inkelde nachten dat er hjir wêze koe en doe't Gehazi de oare moarns syn iten boppe brocht sei er: 'Rop de frou dochs boppe, dat ik bar bitankje kin.' Hja kaem daliks, mar

by de trep bleau se biskieden stean; as de profeet mei har prate woe, soe er har wol roppe. Mar Elisa rôp har net; ynpleats stjûrde er Gehazi om to sizzen: ‘Wy binne tige tankber, dat jo al dy drokte foar ús makke hawwe, mar hwat kinne wy nou foar jo dwaen? Kinne wy miskien in goed wurd foar jo dwaen by de kriichs-oerste of by de kening?’ Hja glimke en sei: ‘Ik haw al myn folk om my hinne en as der hwat is, dan makket myn man, of ien út 'e famylje, it wol yn oarder. En by de kening sels haw ik alhiel gjin boadskip: sokke hege winsken haw ik wier net!’ Doe gyng se stil wer by de trep del en oan har wurk; de profeet moast net tinke dat hja hwat werom forwachte!

Mar Elisa liet it der net by sitte; hy woe sa graech hwat foar har dwaen, allinne, hy koe neat bitinke dêr't hja forlet fan hie; har man wie in rike boer en hja koe krije hwat har hert bigearde. En heal yn him sels, heal tsjin Gehazi, sei er: ‘Hwat soe se nou ris graech ha wolle?’ Hy tocht net dat Gehazi hwat wist, mar dizze kear wie de tsjinner wizer as syn hear. ‘Hja hat gjin soan’, sei er, ‘en ik wit dat hja dêr tige lêst fan hat.’

Elisa wie suver lilk op himsels. Dat er dêr nou net earder op sind hie. Hwat in fortriet soe se hawn ha, al dy jierren mei in man dy't sa folle âlder wie en dy't it altyd drok hie en dan noait in bern dêr't hja foar soargje koe. En sa mar ynienen, as yn in fier fisioen, seach er har sitten: in lytse jonge op 'e earm en har earnstige, donkere eagen ljocht fan in great gelok. Hy wist hwat er har jaen mocht. ‘Rop har jitris’, sei er.

En wer kaem se de brede bûten-trep op, forlegen suver. Hwerom woene se har nou mei alle gewelt hwat ta ha, dy beide mannen? Dat bytsje drokte wie ommers it neamen net iens wurdich? Hja woe wer by de trep stean bliuwe, mar de profeet wonk har en oer it platte dak roun se op it keammerke ta. Yn 'e doar bleau se stean en seach him oan. Hy frege neat mear en sei: ‘Takomme jier, om dizze tiid, sille jo in soan yn 'e earmen ha.’

Hja wist net hwat hja sizze moast. In soan! Wist er dan alles, dy Godsman? Wist er dan fan har langst, fan har bitter fortriet? En hja hie it him noait forteld! Hwat soe dat hearlik wêze! En doe tocht se: Mar it kin ommers net! It soe to great wêze! Hwa bin ik, dat de Heare soks oan my dwaen soe? Hy miende it goed, de Godsman, mar dit koe er net wier meitsje. En drôvich sei se: ‘Och né, myn hear, meitsje my dochs neat wys.’

Mar doe't hja wer nei ûnderen gyng oan har wurk, doe wie it oft hja noch oan ien wei dat wurd fan 'e Godsman hearde: ‘Om dizze tiid... in jonge soan.’ Doe leaude se dochs dat God it dwaen koe en dat it wurd fan Elisa ek nei komme soe.

In jier letter, op 'e tiid dy't har sein wie, krige se in jonkje.

It wie yn 'e iere simmer, inkelde jierren letter. De jonge soan fan 'e Sunemityske wie in fikse jonge wurden fan miskien sa'n jier of sels. Op in dei barde it dat er allinne op stap gyng nei it lân dêr't syn heit by de sichters wie. It paed koe er wol fine en hy stapte der moedich op los: hy moast der dochs by wêze nou't it greate wurk fan 'e risping bigoun wie en nou't syn heit it sa freeslik drok hie. Heit soe wol wer gjin tiid foar him ha, mar dat wie neat, hy wie al great en koe him sels wol rêdde.

Mar doe't er in skoftsje op it lân west hie, waerd er sa mar siik. Skriemend kaem er by syn heit. ‘Myn holle, myn holle’, klage er. De boer seach wol dat er tige lêst hie, de lytse man, mar hy seach it ek wer net sa slim yn, dat er sels mei gyng. Hy rôp

in feint en dy droech him nei hûs en brocht him by syn mem. Doe wie it lykwols al dúdlik to sjen dat it tige slim wie en hja liet alle wurk lizze en naem him op 'e skurte.

Lang siet se dêr en seach hoe't it stadich minder waerd en neat koe se der oan dwaen. Hja skriemde net, har smert wie to djip foar triennen. En ider kear tocht se: Ik haw dit bern fan 'e Heare krige, op it wurd fan Elisa, en ik kin it net misse. Ien kear hat syn foargonger, Elia, in bern libben makke yn in heidensk lân; as myn bern stjert, dan gean ik nei Elisa ta en dan moat er it my ek weromjaen. Ik leau dat it kin, God kin alles, en ik sil sa lang bidde dat ik myn bern weromkrij.

De lytse jonge stoar doe't de sinne heech oan 'e himel stie en hja riisde hoeden oerein en droech him de trep op nei it keammerke fan Elisa; dêr lei se him del op it bêd fan 'e profeet. Hja wist sels net hoe't

se sa stânfêstich wêze koe, sa wûnderlik kalm, net oars as hie se wissichheit, dat it dochs noch goed komme soe. Noch ien kear bûgde se oer har deade soan, noch ien kear roerde se syn donkere lokken, doe gyng se de keamer út en die de doar op it slot. Gjin ien mocht by him komme, salang't hja fuort wie op har fiere reis; gjin ien mocht witte dat er wei wie, earst woe se mei Elisa prate, mei de profeet, dy't him it libben weromjaen koe. Hja koe dat wurd net oer de lippen krije: ‘dea’; it wie as die se dan foar goed ôfstân fan him, as naem se dan foar altyd har forlies. En dat woe se krekt net, hja hâldde him fêst mei har leafde, mei har leauwe, ek al ried se nei Karmel, in lange wei fan fiif en tweintich kilometer.

Sa fluch as se koe gyng se nei it lân, nei har man, en sei: ‘Stjûr my daliks ien fan 'e feinten en in ezel, hwant ik moat nei de Godsman ta, mar ik kom gau werom.’ De boer koe der net by, hwat dat nou moast, op in dei yn 'e wike en yn it drokst fan it sichtsjen. It soe wol trochgean, as hja it fêst yn 'e holle hie, mar hy sei it dochs. ‘Hwerom silst dû hjoed nei him ta, nou't it gjin sabbat of nije moanne is?’ Ûngeduldich skodde se de holle. ‘It is wol goed’, sei se koart. Doe gyng se mei flugge stappen it paed nei hûs. Hja moast har sels gewelt oan dwaen om net wer nei boppen. It koe net. Hja moast sterk wêze. As hja nou net daliks op reis gyng, koe it foar altyd to let wêze. Oare memmen, as dy in bern forlearen, dy koene by de deade skrieme, mar dat mocht har net barre. Hja moast hurd wêze: it gyng om har leave soan.

Doe wie de ezel der en hja gaspe sels de riemen fêst en sprong yn it seal. Tsjin de jonge dy't mei soe, sei se: ‘Meitsje hurd oan en bleau by gjinien stean, ear't ik it dy siz.’ En doe bigoun de fiere, frjemde reis oer de heuvels nei de Karmelbergen, dêr't Elisa wêze moast. Hja telde de lange, wurge ûren net, it wrede baernen fan 'e simmersinne, de toarst en it ûngemak, hja wist mar ien ding: dat hja nei Elisa soe en dat har soan, dy't stoarn wie, wer libje moast.

De profeet op 'e berch seach har al fan fierren kommen en hy bigriep dat der hwat bysûnders wêze moast. ‘Rin har yn 'e mjitte’, sei er tsjin Gehazi, ‘en freegje har oft it goed is thús.’ De tsjinner die hwat him oplein wie, mar hja harke amper nei him. ‘It is wol goed’, sei se koart en mei-iens roun se him foarby, it berchpaed op. Foar de Godsman liet se har op 'e groun falle en omklamme syn fuotten. Mar ear't hja noch hwat sizze koe, wie Gehazi der ek en woe har fuorttriuwe. Hy kaem foar syn hear op en it joech gjin foech, dat in frouspersoan sa'n hillich profeet sa mar oantaestte. As dy frou dan net wizer wie, dan soe hy, Gehazi... En hy stiek de hân al út. Mar strang sei Elisa: ‘Lit har gewurde! Hwant ik sjoch dat hja in great fortriet hat en de Heare hat my net iepenbiere hwat it is.’

De frou stie nou flak foar him en it wie as koe se noch dat freeslik wurd net neame. Hja sei allinne mar: ‘Ik haw doe dy deis to Sunem dochs net frége om in soan? Haw ik doe al net sein: Bidraech my net?’ Doe hie se ommers al tocht dat it tò moai wie, tò hearlik! As hja noait in soan hawn hie, dan wie har dit bisparre bleaun. Mar hy wie yn har libben kommen, sa mar sûnder dat hja der om frege hie, op it wurd fan 'e Godsman. En hjir stie se nou, en har eagen twongen: Gean mei my en jow him my werom op jins gebet!

Elisa seach wol hoe great har leed wie, mar hy wist net hwat er dwaen moast. Sels nou, wylst de frou wachte op in antwurd, krige er gjin Godswurd. Miskien, as it aenstouns tsjuster wie... Hy soe allinne de berch op gean. Hy kearde him om en sei tsjin Gehazi: ‘Meitsje dy reisfeardich en gean mei nei Sunem; groetsje nimmen op

'e wei en as immen dy groetet, bliuw dan net by him stean en gean yn 'e keamer en liz myn stêf boppe op 'e jonge.'

Hy hie net oars tocht as de frou soe bliid wêze dat Gehazi mei gyng en dat er de stêf op it bern lizze mocht. It soe nammers in teken wêze, dat it bern net bigroeven wurde mocht en dat de profeet it op-easke. It moast har in djippe treast wêze, dat er syn hannen net fan har deade soan ôf-loek, mar dat er alles dwaen woe om har to helpen.

Mar de frou bleau stean dêr't se stie. Hja hie dizze lange, freeslike reis net makke om Gehazi to heljen, dy tsjinner, dy't neat bigriep fan har smert en dy't dêr nou hinne stoep, greatsk mei de stêf fan 'e profeet yn 'e hân. Dy feint koe har bern it lib-

ben net wer jaen, hja moast syn hear mei hawwe en nou daliks werom. To lang al hie se fan hûs west...

En earnstich sei se: ‘Sa wier as de Heare libbet en as jo libje, ik gean net by jo wei.’ Elisa seach wol dat hja it miende. Hy bûgde de holle. ‘Ik gean mei’, sei er. As it wêze moast koe de Heare him ek in wurd jaen op 'e wei nei Sunem. Har eagen ljochten op. Yn har drôve hert foel in striel fan hope. En doe gyngen se de lange, nachtlike reis wer oan en hja fielde gjin pine en wurgens mear: de man fan God wie op reis nei har soan!

Doe't hja al tichte by it hûs wiene, kaem Gehazi har yn 'e mjitte. Hy roun sa moedich net mear as de jouns, doe't er de Karmel ôfgyng, yn 'e miening dat er in great wûnder dwaen soe. En hast in bytsje spitich, sei er: ‘Ik haw dien hwat jo my oplein hawwe, mar de jonge is net wekker wurden!’

De profeet joech gjin antwurd; hy gyng de trep op en yn 'e boppekeamer. Op syn eigen bêd, kâld en bleek, lei it deade jonkje en yn it lang op syn smelle lichem lei de stêf. Gehazi hie syn wurk goed dien, mar mear as dit koe er ek net! En hy sels? Hy wist it net, mar ien ding wist er al: de God fan Elia libbe noch en hy soe bidde, sa't Elia it dien hie, jierren lyn op dy oare boppe-keamer. En lyk as Elia doe, sa bûgde er him oer it deade jonkje hinne, de mûle op dat bernemûltsje, syn brede, waerme hannen oer dy kâlde hantsjes en wilens bea er. Doe gyng er oerein en riek syn stive lea en fortrape him om it hûs hinne. En jitris bûgde er him oer it bern en wer bigoun er to bidden. Hy fielde dat it bern wer waerm bigoun to wurden en doe't er wer fan it bêd ôfgyng, waerd er suver hast kjel: de jonge prûstte, sawnris efterinoar. Yn 'e stille deade-keamer hearde it frjemd. En dêrmei die de jonge de eagen iepen en lake him oan. Hy libbe en wie soun.

Hy rôp Gehazi en lyk as dy moarns doe't er foar it earst op syn keammerke sliept hie, sei er wer: ‘Rop de frou hjir boppe.’ Hja kaem op him ta oer it platte dak en troch de iepen doar seach se har jonkje sitten op it bêd. Elisa sei: ‘Nim jins soan op.’ Mar ear't hja har jonge yn 'e earmen naem, foel se earst oan Elisa's fuotten del en bûgde nei de groun. Hja koe gjin wurden fine; dizze blydskip wie to great foar wurden. Doe drukte se it jonkje tsjin har oan en gyng nei ûnderen, nei har man.

Naäman, de Arameër

HY WIE IN GREAT MAN YN 'E stêd Damaskus, de kriichsoerste Naäman, en mear as ien kear as de kening fan Assyrië opsetten kaem mei hynders en weinen en in greate legermacht, hie er de fijân slein en syn folk forlost. Dat hy stie tige yn 'e gunst by de kening en de soldaten woene wol foar him troch it fjûr en alles dat syn hert bigearde en dat foar jild to keap wie, koe er krije. Hy hie ek altyd in goed man west, ien dy't net allinne om himsels tocht, mar dy't ek hwat foar in oar oer hie en foar syn minderen opkaem. Mar de lêste wiken wie dat oars, hy lake net mear en waerd stil en somber en swijend gyng er syn wegen: de greate Naäman, de freon fan 'e kening, wie melaetsk. It wie noch net tige slim, hy koe der syn wurk wol om dwaen, en alle dagen stie er noch foar syn hear, mar hy wist dat it sa net bliuwe koe. Melaetskens is gjin krûd foar woechsen en de djûrste dokters holpen him neat. Al fierder frieten de wite plakken en mei in jier, of op syn heechst in pear jier, soe er it swurd net mear swaeije kinne. En hwat joech him dan al syn rykdom, alle keningsgunst en alle eare by de minsken?

It wie om dyselde tiid dat Naäman syn frou in nije slavin krige, in jongfanke út it lân fan Israël. It barde wol faker dat binden Arameërs oer de grins fan Israël teagen en fé en minsken stielen, en sa hiene se ek dit fanke meinommen. Fansels waerd hja al gau gewaer hwat der oan skeelde mei Naäman en op in kear sei se tsjin har frou: ‘Och, as myn hear mar to Samaria wie, by de profeet Elisa, dy soe him wol fan syn kwael ôfhelpe.’ En hja fortelde fan al de wûnders, dy't Elisa dien hie, hoe't er de earmen en de wezen holp en hoe't er it jonkje to Sunem opwekke hie út 'e deaden, mar dat er ek de kening fan Israël en fan Juda rêdden hie op in tocht tsjin Moab.

De frou fan Naäman, dy't har man graech wer better ha woe, harke mei sawn pear earen en fortelde it him deselde jouns noch. Hy waerd der suver oars fan. Soe er dan dochs wer better kinne en wer soun wurde en sterk? Koe dy godsman út it lân fan Israël dan mear as de preesters fan Aram? It wie net ûnmûglik: dy god fan dat folk, dêr gyngen altyd al frjemde, wûndere forhalen fan.

Doe't Naäman der mei de kening oer praette, like it dy ek fuortdaliks goed ta. Hy moast it altyd bisykje, al soe it dan in lange reis wurde, alhiel nei Samaria, en fansels mocht er net mei lege hannen komme. Goud en sulver moast er meinimme út 'e keninklike skatkiste, en, hwat noch fan mear bilang wie: in brief foar kening Joaram. Sok in machtich profeet soe al sachts yn it keningshûs wenje en oars soe er to-minsten troch-en-dei wol by de kening komme en dwaen hwat dy him oplei. Dat Naäman koe mar rêstich op reis gean, jild soe it net oan stean en de kening fan Israël soe fêst dy godsman oplizze om him to genêzen.

En sa barde it dat Naäman, de kriichsoerste fan Aram, mei weinen en hynders op reis gyng nei it lân fan Israël, om genêzing to finen fan syn freeslike kwael. Tsien talinten sulver hie er mei op reis en sels tûzen sikkel goud en bûtendat noch tsien pakken klean - in geskink foar de kening to Samaria en foar dy wûndere godsman. En iderkear wer op dy lange, lange reis stelde er him foar hoe't it gean soe: dy profeet soe earbiedich foar him bûge en dan de namme fan syn god oanroppe en oer de sike plakken strike. Hwat hearlik soe dat wêze: wer soun en sterk to wêzen en alle wurk en muoite treast, as yn syn bêste dagen! O, hy soe him keninklik leanje, dy godsman fan Samaria, as er him wier wer better makke. En dat lêste, dêr rekkene er fêst op. Hy koe it him net mear yntinke, dat alles mis gean soe en dat dizze reis om 'e nocht wêze soe.

Hja waerden goed ûntfongen yn it keningshûs to Samaria en wylst hja ieten en bikamen fan 'e moedsume reis, liet kening Joaram him it brief foarlêze dat Naäman meinommen hie. Hy forwachte net folle goeds út it lân fan Aram - it wie net om 'e nocht de âlde erffijân! - mar dat it sa slim wêze koe, hie er net tinke kinnen. ‘Hwannear't dit brief ta jo komt, wit dan, dat ik Naäman, myn tsjinner, ta jo stjurd haw, dat jo him fan syn melaetskens ôfhelpe sille.’ Sa stie it der en dêrûnder it segel fan 'e kening sels. Joaram riisde oerein. Syn hannen trillen en hy wie wyt fan lilkens, doe't er syn riedslju ta-spriek. ‘Bin ik dan God, dy't deadet en libben makket, dat dy Araméër my immen stjûrt om him fan syn melaetskens ôf to helpen? Mar ik bigryp it wol: hy freget mei opset sin it ûnmûglike, dat er ús de oarloch forklearje en ús forslaen kin. Troch alles hinne gemien is it...’ En dêrmei fette er syn keningsmantel en skuorde him iepen, as immen dy't it binaud hat en gjin lucht krije kin.

De riedshearen wisten net hwat hja sizze soene. It wie sa: hja koene it net hâlde tsjin de legers fan Aram en as der oarloch kaem, soe it útrinne op skea en skande. En hwat moasten se tsjin dy sike Arameër sizze? Hwat joegen freonlike wurden as hja him dochs net genêze koene? Lang rieplachten se meiïnoar en wilens gyng it nijs troch de stêd, dat de kening fan Aram de boade dien hie en dat er Joaram op in wûnder ferge.

Elisa hearde it ek en it wie him leed dat de kening net om him stjûrde. Ien kear, op in fjildtocht nei Moab, hie er him it libben rêdden en wie er nou to greatsk om in gunst to freegjen, dy soan fan Achab? Mar lykwols soe er him helpe. Dy Araméër soe gewaer wurde dat der in God yn Israël wie en Joaram soe witte dat der in profeet wie. Hy rôp Gehazi, syn tsjinner. ‘Gean hinne’, sei er, 'en siz tsjin 'e kening: ‘Hwerom

hawwe jo jo de klean toskuord, o kening fan Israël? Lit dy Araméër ta my komme, dan sil er witte dat der in profeet yn Israël is!'

Doe wachte er. As dy Naäman leaude dat de God fan Israël wûnders dwaen koe, dan soe er better wurde, mar hy soe ek witte dat it net fan minsken wie en net om jild of eare, mar allinne út genede. Hy moast noch leare, dy frjemdling, dat in profeet yn Israël gjin wûnderdokter is dy't op geskinken longert en dat de gunst des Heare net foar jild to keap is. En as er dat net oannimme woe - dan wie der gjin help foar syn kwael. En dêrmei hearde er it lûd fan weinen en hynders en skille stimmen.

Hy seach nei de doar. Hy wie der klear foar; Naäman koe mar komme.

Mar Naäman kaem net. Heech siet er op syn wein en wachte dat de profeet by him komme soe. It wie al moaijernôch dat hy, de kriichsoerste fan Aram, hjir foar syn doar stie mei weinen en hynders en great gefolch! As it dy profeet net paste om yn it keningshûs to kommen, dan soe er him de eare net oandwaen en gean yn dit boarger-hûs.

De doar gyng iepen en in jongeman kaem op 'e wein ta. Naäman seach him binijd oan. Hy hie him sok in great profeet âlder foarsteld, âlder en wizer. En doe bigriep er it: dit wie Elisa net, dit wie syn tsjinstfeint. De profeet fan Israël achte it net nedich om sels to kommen: foar Naäman wie dizze feint goedernôch. Hy biet op 'e tosken. Doe naem Gehazi it wurd en sei koel: ‘Dit is it wurd dat de Godsman jo opleit: Gean hinne en waskje jo sawnris yn 'e Jordaen en jins flesk sil wer oan jo komme en jo sille rein wêze’. En dêrmei draeide er him om en gyng wer yn 'e hûs. Mei in slach foel de foardoar ticht.

It bloed fleach Naäman nei de wangen. Tochten se nou wier, dy mannen fan Israël, dat er him sa bihannelje liet? Net iens yn 'e hûs hiene se him bean; as in bidler dy't keard wurdt by de doar, sa lieten se him bûten stean. Dit forgeat er noait wer; dit soene se mei bloed bitelje, dy greatske Israëliten! En dan: sawnris moast er him waskje yn 'e Jordaen! En dêr hie er nou dy lange reis om makke fan Damaskus nei Samaria? De Jordaen! Lyk as wiene der gjin rivieren yn syn eigen lân! Hoe soe dat goare wetter fan 'e Jordaen him genêze kinne? Dan wosk er him leaver yn 'e Abana en 'e Parpar, de beide kleare streamen yn Aram, dy't it lân om Damaskus makken ta in bloeijend paradys.

Hy wonk en de fuorlju leine de swipe oer de hynders. Troch de strjitten fan Samaria ried er, bitter en forgrime, de poarte út en oer de bergen fan Efraïm. Hy wie al gâns in ein fan 'e keningsstêd, ear't syn lilkens bikaem. Somber ried er fierder. Nou wie alles dochs noch om 'e nocht. En hy hie der sa fêst op rekkene, dat er better wurde soe!

Doe't hja rêst hâldden, tichte by de delling fan 'e Jordaen, kaem ien fan syn tsjinners op him ta. ‘Myn hear’, sei er earnstich, ‘as dy godsman jo in tige swier ding oplein hie: in pynlike kuer of in lange reis, dan soene jo it daliks dien ha. Mar ynpleats hat er jo hwat bisteld dat tige maklik is en yn 'e reis to pas komt: waskje jo dochs en hwa wit helpt it net’.

Naäman glimke; foar it earst nei dat nuver boadskip. It die him goed dat syn tsjinners sa'n noed mei him hiene en it wie sa, it koe maklik bisocht wurde. Minder soe it der yn elk gefal net fan wurde. En doe't hja him fan 'e wein ôfholpen en him hoeden nei it wetter droegen, wie er net mear sûnder hoop. Sels kear wosken se him en hâldden se him ûnder wetter. Mar doe't er wer oerein stie, wiet en blinkend, wie der neat foroare. Noch skymren de wite plakken op syn sike lea; noch fielde er him wurch en frjemd yn 'e ein. It koe nammers ek net. Mar nou't er hjir ienris wie, woe er dochs dwaen hwat him oplein wie. En mei in sucht dûkte er foar de sawnde kear...

Doe't er wer boppe kaem leaude er syn eigen eagen net mear. ‘Sjoch’, stammere er, ‘dy plakken, dat wyt...’ De feinten bûgden oer him hinne. Fan de sike plakken wie neat mear to sjen en syn flesk wie soun en geef as fan in lyts bern. In telmannich stiene se stil, forbûke troch dit machtich wûnder; doe brieken se los yn in wylde jubel en tilden him heech op 'e skouders. Yn triomf droegen se him by de hege wâl op en nei de wein. En doe earst, doe't er wer op 'e wein stie, like sterk as foar syn sykte,

wist er dat er genêzen wie. Hy seach noch ienkear om nei de Jordaen. It troebel wetter floeide as wie der neat bysûnders bard, mar Naäman de Arameër fielde him, as wie er út 'e deaden opstien. En doe rieden se fuort, net nei Damaskus, mar werom nei Samaria. Hy hie lilk west op dy profeet dy't him foar de doar stean liet, mar nou hie it bliken dien dat er it dochs goed mei him miende; it joech pas dat er it him rounút sei en him bitanke. En net allinne dat er dy godsman bitankje woe, mar hy woe ek mear witte fan dy God fan Israël, dy't sokke dingen die.

Hja rieden sa hurd as de hynders drave koene en doe't hja wer yn Samaria wiene, gyng Naäman by Elia yn 'e hûs. Hy wie in oar man wurden, de hege Arameër; alle wurgens wie fan him ôffallen, mar alle greatskens ek. En út 'e groun fan syn hert sei er: ‘Nou wit ik, dat der gjin god op 'e

hiele ierde is, oars net as yn Israël. Ik kin dy god neat jaen, mar jo binne syn tsjinner: nou dan, nim in geskink fan my oan'. Elisa skodholle. As it in Israëlyt west hie, dy't better wurden wie, dan hie er profetelean nimme mocht, hwant de profeet moat libje fan it folk dat er tsjinnet, mar dit wie in oar gefal. Dizze man wie in heiden en hy moast noch leare, dat de God fan Israël syn genede net foar jild jowt en dat in profeet yn dit lân hiel hwat oars wie as in dokter yn Aram. 'Sa wier as de Heare libbet', sei er, 'ik sil it net oannimme'. En doe't Naäman oanhâldde, bleau er op syn stik stean en wegere goud en sulver.

De Arameër stie forslein. Hy hie noait tocht dat der sokke profeten wiene. It moast wol in great god wêze, dy't sokke tsjinners hie. Mar as er dan de godsman net earje mocht, nammerstomear soe er dy god hulde dwaen. 'Lit my dan in lêst ierde jown wurde', spriek er, 'sa folle as twa mûldieren drage kinne, hwant fan nou ôf sil ik gjin brânoffer noch slachtoffer mear bringe oan oare goaden, mar allinne oan 'e Heare'. Elisa sei it him daliks ta. Hy wist fansels wol, dat men yn Damaskus de Heare ek wol tsjinje kin sûnder ierde út Israël - is de hiele ierde sines net en binne alle lannen net fan Him? - mar dat koe dizze heidenske Arameër noch net witte. Faeks soe er letter alles better bigripe. Mar nou mocht er de ierde hawwe en yn Damaskus in alter bouwe fan wijde groun út Gods eigen lân.

Mar Naäman hie noch in fraech. 'Yn dizzen lykwols mei de Heare my forjaen: as myn hear, de kening fan Aram, nei de timpel fan Rimmon giet, om to oanbidden, dan moat ik mei en linet er op myn hân. As ik my dan mei him bûch foar it byld fan Rimmon, allinne om de kening to helpen, dan hoopje ik, dat de Heare my dat forjaen wol'. Elisa wist net hwat er hjir op sizze moast. Foar in Israëlyt soe it sûnde wêze, mar mocht er dizze frjemdling dêr hurd oer falle? As er it net die, soe er syn kening oerhearrich wêze en foar in forrieder gean. It wie in slimme fraech en hy hie noch noait earder soks meimakke. Mar de Heare wie barmhertich en soe Hy, dy't in heiden better makke, ek dit net forjaen? 'Gean yn frede', sei er.

En doe't er de weinen hearde foar syn hûs lâns, op reis nei de stêd fan Damaskus, wie er bliid en tankber, dat er dit greate wûnder dwaen mocht, ta eare fan Israëls God, dy't de God fan alle folken is.

Mar der wie ien yn it hûs fan Elisa, dy't net bliid en net tankber wie: de tsjinstfeint Gehazi. Hy koe der net by, dat syn hear net better op 'e slach past hie. Dêr woe dy Arameër him it hûs fol goud en sulver tôgje en Elisa naem it net oan. 'Sa wier as de Heare libbet, ik sil it net nimme!' Fansels, doe't er dat ienris sein hie, koe it net mear oars: sok in eed yn des Heare namme kin men net brekke. Mar hy, Gehazi, hie gjin eed dien, hy wie noch frij man; Elisa koe swarre, mar hy ek. 'Sa wis as de Heare libbet, ik sil him eftemei gean en ik sil wol hwat oannimme!'

En sa hurd as er koe, draefde er de poarte út en de wei op. In foech ein bûten de stêd helle er de weinen yn. Naäman seach him oankommen en sprong hastich fan 'e wein. 'Is it goed?' frege er. As Gehazi doe sein hie: 'Ik bin de feint fan 'e Godsman en ik mei wol hwat oannimme', dan soe Naäman him in great geskink jown ha en miskien soe Elisa it net sa slim foun ha. Mar Gehazi koe it wer net litte, om it hwat ekstra moai to meitsjen. Net foar himsels frege er hwat, mar út namme fan Elisa en sadwaende makke er syn hear biskamme. Hwat moast Naäman wol tinke fan in profeet, dy't sward hat dat er neat nimme sil en dy't dan fuort letter om hwat freget?

‘It is goed’, sei er mei in djippe bûging; ‘mar myn hear Elisa hat my stjûrd om tsjin jo to sizzen: Sjoch der binne twa profeten by my kommen út 'e bergen fan Efraïm; och jow har fan jo skatten in talint sulver en twa pakken klean’. Naäman tocht fansels dat de boade wier fan Elisa stjûrd wie en, tankber dat er nou dochs hwat werom - jaen koe, sei er: ‘Nim twa talinten’.

Gehazi waerd der hast kjel fan. Ien talint wie al gâns in sek fol sulver, dat hoe soe er oait sa'n som binnen de poarte krije! Mar ek dêr wist Naäman rie op. Hy joech de tsjinner twa fan syn feinten mei en sa, as in machtich hear dy't twa dragers meinimt, kaem er de poarte troch. It jild forburch er yn in hûs en doe gyng er rêstich nei Elisa ta. It wie him net oan to sjen hwat er dien hie. Mar lykwols wist de profeet it dochs. ‘Hwer hastû west?’ sei er strang. Sûnder him to bitinken antwurde Gehazi: ‘Jins

tsjinstfeint hat nearne net west'. En by dy falske leagen lôge de grime fan Elisa forheftich op. 'Dû hast nearne west? Dan hat myn geast dus ek net by dy west, doe't dy man fan 'e wein ôfsprong en op dy ta kaem en doestû nei hûs gyngst mei sulver en klean en doestû der oer tochtst om olivebeammen to nimmen en wynbergen, om skiep en kij to keapjen en tsjinstfeinten en slavinnen? Dû hast alles bidoarn mei dyn bidroch, hwat ik oan dy Arameër dien hie. Nou dan, omdatstû jild fan Naäman nòmmen hast, silst dû de melaetskens fan Naman krije en syn melaetskens sil dy oanhingje, dy en dyn sied yn ivichheit'.

Dyselde deis noch gyng Gehazi, de tsjinstfeint fan Elisa de stêd út en de iensumheit yn, lyk as it yn 'e wet fan 'e melaetsken biskreaun stie. Hy wie in ryk man, mar tagelyk wie er earmer as de earmste slaef...

Elisa en de Arameërs

NET IENS SA LANG NEI DY wûndere reis fan Naäman foelen de binden fan Aram op 'e nij yn it lân fan Israël en dizze kear wie it net sa mar in strooptocht yn fredestiid, mar in echte oarloch. De kening sels wie mei optein en yn koarten tiid sieten se fier oer de grins en makken se har ré ta in greate oanfal.

Doe't it sa fier wie, kaem Elisa fan wegen. Hy gyng nei de kening fan Israël en fortelde him krekt hwat de fijân fan doel wie en hwêr't er him legerje woe. Kening Joaram liet it him gjin twa kear sizze en mei in flugge mars wie er de fijân foar. De Arameërs makken fuortdaliks nije plannen, mar dy brocht Elisa ek oer en sa gyng it slach op slach. Altyd as de kening fan Aram in set dwaen soe, foun er de fijân op syn wei; elke kear as er op it leger fan Joaram oanfalle woe, wie dy krekt op tiid ôftein; elke mars wie om 'e nocht, alle plannen mislearren, elke oanfal wie in stjit yn 'e romte.

De kening fan Aram wie razend. Earst tocht er dat it sa trof, mar al gau bigriep er, dat der hwat oars achter sitte moast. Hy rôp syn offisieren gear en strang sei er: 'Is der net ien fan jimme dy't my sizze kin hwa't de forrieder is, dy't al myn plannen oan 'e fijân oerbringt?' Ien fan 'e tsjinners naem it wurd. 'Né, mynhear de kening, net ien fan ús hâldt it mei Israël, mar dy godsman Elisa, dy wit alles en hy forhellet syn kening de wurden dy't jo yn jins binnenste keamer sizze!'

Nei alles hwat de kening fan Aram oer Elisa heard hie en oer dy greate God fan Israël, leaude er it daliks. Der wie mar ien wei op: hy moast dy profeet yn hannen sjen to krijen en him twinge om ynpleats Aram to helpen. En as er dat net woe, út bangens net en net foar jild, dan moast er stjerre. Hy stjûrde der spionnen op út om gewaer to wurden hwêr't de Godsman tahâldde en op in joun kamen se by him en seine: 'Elisa is op trochtocht en hy sliept fannacht to Dothan, in stêd dy't hjir net sa fier ôf leit'. De kening wie gau biret. Dyselde nachts triek in ôfdieling Arameërs mei weinen en hynders op nei Dothan en gyng yn stelling op 'e heuvels om 'e stêd. Doe wachten se rêstich de dei en it ljocht ôf om mei Elisa ôf to rekkenjen.

De oare moarns bitiid makke de profeet him ré ta de reis en al gau stie er mei syn tsjinner bûten de poarte. It earste hwat hja seagen op 'e heuvels dêr't hja oer moasten, wiene de Arameeske soldaten. De profeet roun bidaerd fierder. Der wie yn it minst gjin reden om bang to wêzen, hwant om 'e Arameërs hinne, noch heger op 'e heuvels, seach er in leger mei hynders en weinen fan fjûr: in leger fan ingelen. Sa dúdlik seach

er dat, dat it net ienris yn him opkaem dat syn tsjinner it miskien net sjen koe. En doe hearde er njonken him de jongfeint sizzen: ‘Och, myn hear! Dy Arameërs... Hoe komt it nou mei ús?’

‘Kom’, sei er en ûnder it gean bea er, oft de Heare de eagen fan syn tsjinner iepenje woe. It barde ek sa't er frege en doe wie de jonge ek net bang mear. Rêstich rounen se op 'e fijannen ta dy't fan 'e berch ôfkamen. Elisa seach har mar amper. Hy hie in plan, sa frjemd en sa nuodlik, dat it oars net slagje koe as de Heare moast in wûnder dwaen. ‘O God’, tocht er by himsels, ‘lyk as jo niist dy jonge de eagen iepene hawwe, kinne jo dizze Arameërs mei blinens slaen. Lit har neat bigripe en meitsje dat hja my net kenne!’

En dêrmei stiene se foar har en wonken dat hja stean bliuwe moasten. ‘Is de Godsman Elisa yn 'e stêd?’ fregen se. Elisa glimke freonlik. ‘As jim dy ha moatte’, sei er, ‘dan binne jim op 'e forkearde wei. Mar ik ken him skoan, dat folgje my en ik sil jim by him bringe’. De Arameërs rieplachten ûnderinoar. Doe kaem de oanfierder op har ta en gebea: ‘Bring ús der hinne’. Elisa wist dat God syn gebet forheard hie.

It waerd wol in frjemde mars, de lange wei fan Dothan nei Samaria, de profeet en syn tsjinner foarop en achter him, as in keppel njuete skiep, de binde Arameërs. Fjouwer ûren rounen se en net ien fan al dy soldaten tocht oft dit wol goed komme koe. Al fierder trieken se it lân fan 'e fijân yn, al fierder dwaelden se fan har legerkamp ôf. Hja wiene al midden yn Samaria en achter har wiene de poarten al wer ticht, doe't de Heare har de eagen iepene en hja bigriepen dat alles forlern wie. It hie gjin sin mear om to fjochtsjen, hwant út alle stegen en strjitten trieken de soldaten fan Israël op har ta.

Kening Joaram stie al by Elisa. Nei al dy tsjinslaggen en nei alle skande, wie dit tominsten in oerwinning. ‘Sil ik se slaen’, frege er, ‘sil ik se slaen, myn heit?’ Elisa skodholle. ‘Né’, sei er koel. ‘Jo hawwe se sels net oerwoun, dat it komt jo net ta oer har to biskikken. Hja binne fan my en ik liz jo op: Set har iten en drinken foar en lit se dan gean, dat hja har hear fortelle kinne, dat der in God yn Israël is’. En sa barde it doe. Op it plein fan Samaria ieten de Arameërs in keningsmiel en doe't it iten birêdden wie, trieken se wer ôf, it Noarden yn. Dizze reis hoegde Elisa har it paed net to wizen. Djip biskamme kamen se yn it kamp werom en diene forslach fan dit frjemd aventûr. De kening fan Aram triek daliks werom nei syn lân en yn lange jierren weagen syn binden it net, om to stropen op Joaram's gerjochtichheit.

‘...Finsters yn 'e himel’

LYKWOLS, NEI FORRIN FAN TIID waerd it dochs wer oarloch, Wer kaem de kening fan Aram opsetten mei alle man en macht, en wer, lyk as yn 'e dagen fan Achab, bisingelen se de stêd Samaria. It slagge har net om yn 'e stêd to kommen, mar hja diene it har oan tiid en setten alle wegen ôf, dat gjin ien troch de poarte komme koe. Dat it duorre net lang, doe bigoun it iten krap to wurden en kening Joaram liet it yn him omgean, oft it net better wêze soe en set de poarten iepen. As hja it dochs net hâlde koene, wie it mar it bêste en jow de stêd oer; nou, yn it bigjin, foel der miskien noch to praten oer in draechlike frede. Mar ear't er noch de boade dwaen koe nei it kamp fan 'e fijân, kaem de Godsman Elisa en sei dat er tiid dwaen moast. As de kening en it folk har bikearden en op 'e Heare bitrouden, soe gjin Arameër in foet yn 'e haedstêd sette. Sûnt dy deis droech de kening in rûge roudoek op it bleate fel en wachte er op it wûnder dat komme moast. Mar de wiken gyngen foarby en der kaem gjin útkomst. Alle oanfallen fan 'e Arameërs sloegen se ôf, mar de honger koene se net keare: dy fijân helpe gjin wapens foar. It waerd by de dei minder. Alle fé yn 'e stêd wie al slachte en opiten en sels de hynders, op in pear nei dy't hja brûke moasten yn 'e striid, wiene slachte. It wie in hurd stik, sok ûnrein fleis to iten, mar yn dizze greate need koe it net oars en somliken bigounen al mei de ezels. Mar dy wiene ek net rom en op it lêst koene allinne de rike lju noch mar fleis bitelje. Der kaem in dei dat in ezelskop - en dêr sit wier net folle oan dat it iten wurdich is! - forkocht waerd foar tachtich sikkel sulver en in fearn kouwedong foar fiif sikkel.

Dat wie fansels alhiel gjin iten, mar hja brûkten it dochs, miskien wol ynpleats fan sâlt.

Yn dy tiid barde it, dat kening Joaram op e' muorre om 'e stêd roun om to sjen hoe't it der foar stie. It lei him by dat it net lang mear duorje koe: sels foar de soldaten wie der hast gjin iten mear. Elisa, tocht er bitter, dy praette der maklik oer. De fijân soe net yn 'e stêd komme, mar as hja allegearre omkamen fan 'e honger, hwat joech sa'n tasizzing dan? En as hy it him net oanpraten hie om fol to hâlden, dan hie nou de oarloch al lang wer oer west!

En wylst er fierder roun, wanhopich en syn rie to'n ein, kaem der in frou op him ta. ‘Help my, kening’, rôp se, ‘help my dochs!’ Forgrime seach er har oan. Lyk as hie er sels noch net genôch oan 'e holle,

dat dat minske him hjir nou ek noch lestich foel! ‘As de Heare jo net helpt’, sei er bitter, ‘hwer sil ik jo dan wei helpe? Kin ik wyn en moai omdiele as de terskflier skjin is en de wynparse leech?’ Mar hy bleau dochs stean om nei har klachten to harkjen. ‘Och myn hear de kening’, gûlde se, ‘myn buorfrou is by my kommen en hat tsjin my sein: Jow dyn soan, dat wy him hjoed ite meije, dan sille wy moarn myn soan deadzje en him ite. Doe haw ik nei har wurden harke en wy hawwe myn soan sean en him iten, mar nou't ik kommen bin om hàr soan to slachtsjen, nou wol se der neat fan witte en hja hat him forburgen’. Kening Joaram roun hastich fierder. Achter him klonk noch it jammerjen fan dy frou: ‘Doch my rjocht, myn kening! Siz dat hja har jonge jaen moat!’ Hy seach net mear om. In mem dy't har eigen bern iten hie, dêr hie er gjin wurden foar. Dat it sa fier komme koe yn 'e haedstêd fan Israël. It wie Elisa syn skuld. Elisa profetearre mar, mar it wûnder kaem net. En ûnder it gean skuorde er út wanhoop de keningsmantel stikken. It folk op 'e muorre seach forheard nei it swarte rou-klaed dat er om 'e heupen hie. In kening, dy't roude om har leed en honger. Hja krigen it der neat better om, mar it die har dochs goed.

Mar Joaram, de soan fan Achab, tocht al net mear om rou en om boete. ‘Sà mei de Heare my dwaen en sà der ta, as ik Elisa, de soan fan Safat, hjoed de holle net ôfslaen lit’. En as de profeet der net mear wie, gyngen de boaden nei it kamp fan 'e Arameërs. Der soene gjin lytse bern mear slachte wurde yn 'e stêd fan Samaria! Doe rôp er in soldaet en stjûrde him foarút nei it hûs fan 'e Godsman, dat er net mear ûntkomme koe.

Mar de profeet Elisa tocht der net oer om fuort to gean. Hy siet rêstich yn syn hûs en om him hinne stiene de âldsten fan Samaria en fregen, oft der nou noch gjin Godswurd wie. Kaem de Heare nou noch net mei syn oardielen oer de heidenen? Moast it noch slimmer wurde yn dizze faeije stêd? En wer woe Elisa har moed ynsprekke, mar ynpleats sei er: ‘Gean nei de doar en hâldt de wacht, hwant nou sjoch ik dat de kening, dy moardnerssoan, in boade stjûrd hat om my de holle ôf to kapjen. Lit him der net yn, hwant it lûd fan syn heare fuotstappen is fuort achter him.’ De âldsten doarsten neat to sizzen en wachten oft it wurd fan Elisa útkaem. Hja hoegden net lang to wachtsjen, doe wiene der stappen yn 'e strjitte en ear't hja noch by de doar komme koene, stie kening Joaram yn 'e keamer. Syn eagen sochten de profeet en snijend sei er: ‘Nou, sok kwea komt der fan 'e Heare; hwat sil ik dan noch langer op 'e Heare wachtsje?’ De profeet riisde oerein. Syn donkere eagen blonken bliid. It wie oft er fiere fisioenen seach en lûd rôp er: ‘Hear it wurd des Heare: Moarn om dizze tiid sil in mjitte moai mar in sikkel jilde en twa mjitten koarn ien sulverstik yn 'e poarte fan Samaria’.

It waerd stil yn 'e wide keamer. Dit wie dan einlings it wûnder dêr't hja sa lang al op wachte hiene. Noch ien dei, noch ien lange nacht en der soe de romte fan iten wêze. Hjoed gau in ezelskop noch tachtich sikkel en moarn soene se yn 'e stêd in sekfol nôt keapje foar in inkele sikkel. It wie hast to moai om it to leauwen, mar as Elisa it sei... Hja seagen allegearre nei de kening. Mar ear't Joaram noch hwat sizze koe, naem de offisier, dy't njonken him stie, it wurd. ‘Sjoch’, spotte er, ‘al soe de Heare finsters yn 'e himel meitsje, dan koe dit ommers noch net!’ En daegjend seach er om him hinne, as woe er sizze: Gjin godsman makket my hwat wys! Elisa seach him oan. Doe sei er, lûd en earnstich: ‘Dû silst it foar dyn eagen sjen, mar der net fan ite’.

Doe't hja allegearre fuort gien wiene, de kening en syn tsjinner en de âldsten fan 'e stêd, bleau er allinne achter. Hy koe it him net yntinke, hoe't it koe, sa'n omkear yn sa'n koarte tiid, mar hy twivele net. God hie it him sjen litten en God soe syn wurden wier meitsje. Noch ien nacht en dan kaem de forlossing...

Dyselde jouns, doe't it tsjuster wie, flechte it leger fan 'e Arameërs de kant op nei de Jordaen. De Heare hie har in lûd hearre litten fan weinen en hynders, it lûd fan in greate legermacht en yn alle haest teagen se fuort. Har tinten en in part fan 'e hynders, har ezels en de greate bút, alles lie en se yn it kamp op 'e heuvels stean. Gjin inkelde fijân bleau der achter by de stêd fan Samaria, mar yn 'e stêd wie der gjin ien dy't it wist...

Yn dyselde nacht, deun by de hege muorre,

sieten fjouwer melaetske mânlju by de poarte fan Samaria. Achter har, yn 'e donkere huzen, sliepten de minsken fan 'e stêd en foar har, op 'e heuvels, yn 'e platte tinten, leine de Arameërs. Al de lange moannen dat de stêd bilegere wie, hiene se hjir tahâlden yn it fjild, tusken de beide legers yn. Hja doarsten net nei de fijân ta dêr yn 'e fierte en yn 'e stêd mochten se net komme: hja wiene ûnrein en mochten net by de minsken forkeare. It wie in wûnder dat hja noch libben, mar de wachters op 'e muorren wiene har wol genegen en smieten faek hwat iten foar har del. Mar nou koe it net langer: de soldaten hiene sels gjin iten mear en koene neat mear misse; as hja hjir noch langer bleauwen, soene se omkomme fan honger. Miskien, as hja der om fregen, mochten se nou wol yn 'e stêd, mar dat joech har neat, hwant dêr soene se likegoed forhongerje. Der wie mar ien kâns om it faeije libben to rêdden: hja moasten nei it kamp fan 'e fijân ta. Miskien bigreate it de Arameërs en joegen se har hwat en oars wie it noch neat: dan wiene se to-minsten út it lijen.

Hja hiene it lang en breed bipraet en doe riisden se oerein en fjouwerisom bigounen se de mars nei it kamp. It lei har by dat it har lêste reis wurde soe. Lang rounen se oer it tsjustere fjild; soms foelen se, mar elke kear kamen se wer oerein en sleepten de wurge fuotten fierder. It wie al let yn 'e nacht doe't hja by de bûtenste tinten kamen. Forheard bleauwen se stean en harken. It wie sa wûnder stil. Der wie oars gjin lûd as it stampen fan hynders en úten-troch it balten fan in ezel. Nearne wie in skyldwacht of it lûd fan sliepende soldaten. Hoeden rounen se fierder. En doe ynienen bigriepen se it: de fijân wie flechte en tinten en ezels en hynders hie er efterlitten. Hja gyngen ien fan 'e tinten yn en founen iten. As roppige wolven foelen se der op oan; hja ieten oant hja net mear koene en doe sochten se goud en sulver en kleanspul en bidobben it yn 'e groun.

Doe't hja de twadde tint leech hiene en alles bistoppe, fleach it har ynienen oan. It wie net goed, hwat hja diene. Hja tochten mar allinne om har sels en yn 'e stêd wist noch gjin ien fan it goede nijs! Hja moasten it sizze: as hja noch langer wachten en de sinne kaem op, dan soe God har straffe. Sa hurd as hja koene rounen se nei de poarte en rôpen it blide nijs nei de soldaten op 'e muorre: dy seine it daliks fierder en sa hearde ek de kening it.

Mar kening Joaram, doe't hja him út it bêd kloppen en him it wûndere nijs fortelden, tocht net alderearst oan it wurd fan Elisa. ‘Leau it net’, sei er somber, ‘en tink jim mar net bliid. Dat kamp sil wol leech wêze, mar de Arameërs sitte biskûl yn 'e bergen en as wy de stêd útgean om de tinten to plonderjen, falle se ûnforhoeds op ús oan. Hja witte wol, dat wy honger hawwe’. Ien fan syn tsjinners naem lykwols it wurd en sei: ‘Lit ús dan in pear hynders nimme en stjûr in pear soldaten út om to sjen, hoe't it der foar stiet. Wy binne al safolle hynders kwyt, dat dy kinne wy der noch wol oan weagje’. Dat foun de kening doe goed en fjouwer ruters teagen it fjild yn; hja founen it kamp forlitten en rieden oan 'e Jordaen ta en safier't hja kamen, lei de wei bisiedde mei klean en wapen-ark, dat de fijân fuortsmiten hie op syn rimpene flecht. Earst doe't hja werom kamen en rapport útbrocht hiene, liet Joaram de poarten iepensette en rôpen se it blide nijs yn alle strjitten om.

By de poarte waerd it dy middeis in wyld trelit. By húnderten gyng it folk it fjild yn nei it kamp fan 'e fijân om iten en om bút. De fluchsten kamen al werom mei swiere sekken nôt, doe krongen der noch oaren nei bûten, dy't noch neat hawn hiene. It

waerd suver in fjildslach yn dy nauwe, skymrige poartegong. Dyselde offisier, dy't dat sein hie fan ‘finsters yn 'e himel’ en dat ‘it ommers dochs net koe’, krige opdracht om de oarder der yn to hâlden en to soargjen dat elk syn part krige.

Hy die syn bêst, de offisier, mar it wie al to let. Fan twa kanten krongen se op him oan. Achter him hearde er de skille lûden fan 'e keaplju: ‘Weet en koarn! In sikkel de mjitte blom! In sulversikkel twa mjitten koarn!’ It wurd fan Elisa, gyng it him troch de holle. Doe foel er en it folk fortrape him, dat er it bistoar...

Sa makke de Heare, de God fan Israël, it wurd dat syn feint Elisa sprutsen hie, wier: oan it folk fan Samaria, oan 'e kening fan Israël, mar ek oan 'e haedman dy't it net leauwe woe!

Jehu, soan fan Nimsi

NET IENS SA LANG NEI DY WÛN dere ûtrêdding wie it al wer oarloch wurden, mar dizze kear wie kening Joaram yn 'e oanfal en mei help fan syn omkesizzer, kening Ahazia fan Juda, slagge it him om de stêd Ramoth yn Gilead yn to nimmen. Joaram sels hie swiere wounen oproun, sa slim, dat er net by it leger bliuwe koe, mar nei Jizreël teach om wer op to knappen. In dei-mannich letter wie ek Ahazia ôfreizge en nei Jizreël gien en hie Jehu, de soan fan Nimsi, it kommando oer de troepen oernommen.

Hy wie in moedich en dryst soldaet, dizze Jehu en in man dy't wist hwat er woe, deselde dêr't de Heare it oer hawn hie tsjin Elia, de deis fan Hoareb. Jehu moast salve wurde ta kening oer Israël en Hazaël ta kening oer Aram, mar Elia hie dy opdracht trochjown oan Elisa; dy moast mar ris sjen, hwannear't it de gaedlike tiid wie. Dat ek Elisa hie it net daliks dien: hy wie al in man op jierren, ear't er de reis nei Damaskus makke en de salving fan Jehu, dat moast altyd noch.

Doe't er lykwols hearde dat Jehu to Ramoth bleaun wie, wylst de beide keningen to Jizreël tahâldden, makke er der daliks wurk fan. Hy gyng der net sels hinne, mai stjûrde ynpleats in jongeman út 'e rounte fan 'e profeten, dy't net bikend wie by it folk: kening Joaram mocht net witte, dat Jehu hwat hie mei de profeten des Heare. Hy lei de jongeman mei klam op dat er allinne syn boadskip sizze moast en dat er dan daliks wer fuort gean moast.

It wie in lange reis nei Ramoth en de oare deis earst kaem de profeet der oan. Hy trof it, hwant hy wie noch mar krekt troch de poarte, doe seach er al in rountsje offisieren sitten foar in heech hûs mei in brede bûtentrep. Hy bigriep, dat ek Jehu der by wêze moast en sei lûd: ‘Ik haw in wurd oan jo, o oerste’. Jehu, dy't de heechste rang hie, naem it wurd. ‘Oan hwa fan ús allegearre?’ De profeet seach him oan en sei: ‘Oan jo, o oerste’.

Jehu riisde oerein. Hy wie in soldaet en sokke fromme mannen hie er it net rjocht op stean, mar nou moast er him wol oanhearre. Yn elk gefal hoegden syn maten it net to witten en fluch roun er de treppen op en wonk de profeet dat er him folgje moast. Doe die er de doar ticht en wachte hwat dy frjemdling to sizzen hie. De profeet praette der net om hinne. Fluch taestte er yn 'e mantel en helle der in lytse oaljekrûk út; doe roun er op Jehu ta en geat him de oalje oer de holle. ‘Sa seit de Heare, de God fan Israël: Ik haw dy salve ta kening oer it folk des Heare, oer Israël. En dû silst it hiele hûs fan dyn hear Achab slaen, hwant Ik sil it bloed fan myn tsjinstfeinten de profeten en it bloed fan al myn tsjinners, wreke oan Izébel. It hiele hûs fan Achab sil omkomme, dat der net ien fan oerbliuwt en de hounen sille Izébel ite op it bolwurk fan Jizreël en der sil net ien wêze dy't har bigraeft’.

Jehu stie forslein. Hy wist sa gau net hwat er sizze soe en hy socht noch om wurden doe wie de profeet de doar al út en de treppen ôf. Stadich gyng Jehu him efternei en wer nei syn maten ta. Hwat soene dy der fan sizze? Dêr hong alles fan ôf! As it leger net op syn hân wie, koe er noait kening wurde en hwat it leger dwaen soe, dat hong fan 'e offisieren ôf. It wie miskien it bêste dat er neat sei, hy moast der earst oer tinke en mei in pear fan harren apart prate.

Mar sa maklik kaem Jehu der net ôf. ‘Siz op’, seine se, ‘hwat woe dy dwylsinnige?’ Jehu lake. ‘Neat bysûnders, jim witte wol hoe't sok folk praet’. Fansels leauden se it net. Sa'n man soe net om neat de reis nei Ramoth meitsje. ‘Meitsje ús neat wys’,

twongen se. ‘kom der mar earlik foar út’. En mei iens wist Jehu hoe't er soe. Ien kear moasten se it dochs witte, hwerom dan daliks net? Yn koarte wurden fortelde er alles. It like wol, as hiene se hjir op wachte, de maten! Der wie net ien dy't der tsjin ynlizze doarst, net ien dy't it op syn birie hâlde woe, net ien dy't it foar Joaram opnaem. Dy profeet hie him ta kening salve? Dan soene hja him nou daliks ta kening útroppe.

Hja seagen om har hinne. Hjir yn dit stedtsje wie neat dat hja nedich hiene: gjin keningshûs, gjin gouden kroan, net iens in keningstroan om op to sitten. Mar om soks koe it net oergean. Hastich gyngen se oerein en trieken de bûnte mantels út; dy leine se op 'e trep en oer dy frjemde loper roun de nije kening omheech. Boppe oan 'e trep kaem er to sitten en doe bliesden se op 'e trompet en brochten him de kenings-

hulde. Mar lang diene se har gjin plechtichheden oan tiid: der moast noch hiel hwat dien wurde ear't Jehu kening wie oer it hiele ryk.

It earste dat hja diene wie, dat de poarten ticht kamen, dat gjinien de stêd útglûpe koe om Joaram birjocht to dwaen. En doe kaem it swierste noch: de reis nei Jizreël en de striid tsjin de beide keningen. It hiele leger koe net mei: it soe fiersten to lang duorje en hoe koe er witte, oft hja allegearre it mei him hâldden? In lytse, krigele troep mei hynders en weinen dêr't er op oan koe, dat waerd it bêste. En dan moast it sa gau mûglik, ear't ien to Jizreël der noch fan wist; hoe gauwer it syn bislach krige, hoe mear kâns dat it sûnder in lange en bloedige oarloch koe. Koart en klear joech er syn tsjinners bistel.

Gjin ûre letter, doe rieden se al, it Westen yn. Op 'e foarste wein stie de nije kening...

Yn Jizreël sieten de beide keningen en wachten op nijs fan it leger. It gyng goed mei Joaram, hy sterke al moai wer oan en de wounen wiene sa goed as ticht; as it sa troch gyng soe er al gau wer mei dwaen kinne.

En doe ynienen kaem der nijs, mar oars as hja tocht hiene. In soldaet, dy't de wacht by de poarte hie, kaem de keamer yn en sei: ‘O kening, de skyldwacht op 'e toer sjocht in binde kommen, it Easten út wei’. Kening Joaram bitocht him net lang. In binde, dat koe oars net bitsjutte as dat de striid op 'e nij bigoun wie; it wie allinne de fraech mar oft Jehu it woun hie of forlern. ‘Stjûr in ruter út’, sei er koart, ‘en lit him daliks weromkomme, dat ik witte mei oft it goed nijs is of net’.

In telmannich letter, doe draefde der al in ruter troch de poarte en út'en fjouwerjen it fjild oer. De wachter op 'e toer seach him nei, hoe't er al lytser en lytser waerd en einlings to-loar gyng yn 'e stofwolk dy't de binde opjage. Hy wachte binijd dat er wer foar it ljocht komme soe, mar hy wachte om 'e nocht.

Doe't de hynsterider syn hynder ynhâldde, deun by de wein fan Jehu, frege er: ‘Sa seit de kening: Is alles goed?’ Jehu hie sels de leijen en ûnder it riden wei rôp er: ‘Hwat hastû der mei to meitsjen oft it goed is of net? Swaei om en folgje my!’

De boade seach om him hinne. Achter him lei de stêd mei toer en poarte en om him hinne wie it wide fjild, mar it hie gjin sin om to flechtsjen. Démoedich swaeide er syn hynder en joech him achter Jehu oan. Niistkrektsa noch wie er in tsjinner fan Joaram en nou ried er mei yn Jehu's troep ta de oanfal op syn hear. Mar lang siet er der net oer yn: hy koe net oars en miskien soe Jehu it wol winne en dan wie it sa it bêste. En to Jizreël brocht in boade it nijs oan 'e kening: ‘De wachter seit: Hy is by har kommen, mar sjoch, hy komt net werom’. Kening Joaram koe it him net bigripe, mar miskien wie der him hwat oerkommen, of faeks hie er it hynder to slim jage. Hy stjûrde jitris in boade út en doe't ek de twadde net werom kaem, fleach it him oan. Hie Jehu sok great nijs, dat er it him sels fortelle woe? Of hiene de Arameërs in greate oerwinning bihelle en wie dizze lytse binde alles, dat der fan syn kriichsmacht oer wie? It koe hast net, mar yn elk gefal woe er it witte. Hy wonk in tsjinner. ‘Slach yn’, gebea er en ek Ahazia liet syn wein foarkomme. Hja diene it har net oan tiid om op in menner to wachtsjen, mar sprongen der daliks op en namen sels de leijen. Joaram forgeat syn wounen en dat er him mije moast...

Hja troffen Jehu njonken it lân dat fan Naboth west hie. ‘Is it goed, Jehu?’ frege Joaram. En boppe it ratteljen fan 'e weinen út rôp Jehu: ‘Hoe soe it goed wêze sa lang't jim mem Izébel it lân ûntwijt mei har tsjoenderijen?’

En doe bigriep kening Joaram alles. ‘Forrie, Ahazia’, rôp er en mei skuorde er de hynders om. Mar it wie al to let. Jehu smiet de menner nêst him de leijen ta en spande de stielen bôge. Krekt doe't de skrille hynders tasetten skeat er; de pylk rekke Joaram yn it hert en hy foel yn 'e bak fan 'e wein. Doe namen se it lyk en smieten it op it stik lân fan Naboth. Dêr hiene, jierren lyn, de hounen it bloed fan Naboth slikke: dêr slikken se nou it bloed fan Achab's soan...

Yn dat trelit mei Joaram slagge it Ahazia om to ûntkommen en hy jage it fjild oer, it Noarden yn. Syn hynders wiene farsk, en hy tocht noch dat er it rêdde soe. Mar doe't er, gâns in ein fan Jizreël, by in steile heuvel opried, kamen Jehu en syn maten sa tichteby, dat hja him ek rekken. Jehu

swaeide daliks om: hy hie noch wurk dizze dei en it wyld soe syn mannen lykwols net ûntkomme. It kaem ek sa út: nei in wylde rit stoar de kening Ahazia yn 'e stêd fan Megiddo; mar doe siet Jehu al lang to Jizreël yn it keningshûs.

Izébel hie al gau heard hwat der bard wie. Hja bigriep daliks dat dit ek foar har de lêste dei wie: it hûs fan Achab soe ûnder gean en it wurd fan har âlde fijân, de godsman Elia, soe dochs noch wier wurde. Hiel har libben hie se striden foar Baäl en tsjin 'e Heare en syn profeten en nou wounen se it dochs noch! O, hja hate se, dy mannen fan God en dit lân fan God en dy Jehu, dy rebel, en as hja koe... Mar it hie gjin sin mear, de slach wie forlern; hja moast har forlies nimme. Jehu soe hàr net bang sjen, hja soe net foar syn fuotten krûpe en net om har libben smeek je! Hja soe har net ienris forskûlje yn ien fan 'e keamers fan it keningshûs.

Foar it lêst teach Izébel de keninginnepronk oan, foar it lêst makke se har hier op, foar it lêst ferve se de grize wynbrauwen swart. Doe gyng se sitten yn in boppekeamer, foar it iepen finster. Twa keamerjonkers stiene achter har en sa wachte se op har fijân, op 'e dea dy't komme moast. Noch ien kear tocht se oer har libben nei. Hoe lang wie it lyn dat hja as jonge breid har yntocht dien hie yn dit lân? Hja wie de tel fan 'e jierren kwyt. Der hie in tiid west dat alles beve foar har grime. Hoefolle profeten des Heare hie se deade? Hja wist it net krekt mear. It kaem der ek net op oan. Spitich, dat dy Elia har ûntkommen wie! It spiet har net hwat hja dien hie! As hja koe soe se it noch graech ris oer dwaen... Naboth... In boer út Jizreël. Hja koe it noch net bigripe dat dy godsman dêr doe sa'n drokte oer útjown hie. As in kening net ienris in boer deadzje mocht, dy't him yn 'e wei wie, dan wie der neat mear oan om kening te wêzen.

Doe bûgde se út it finster. Dêr wiene se! Hynders... It ratteljen fan weinen..... In skerp kommando. En dêr stie Jehu op 'e foarste wein. Hwerom hiene se him net fan kant makke, doe't it noch koe? En sa greatsk as er dêr stie, yn 'e keningswein! Hy seach har net ienris, dy falske forrieder. En lûd, boppe it lûd fan weinen en hynders, rôp se: ‘Hoe giet it mei Zimri, dy moardner fan syn hear?’

Jehu skuorde de hynders yn 'e bek en seach omheech. Stiek se him nou de gek noch oan? Zimri! Dy hie ek in kening formoarde en sawn dagen letter wie er omkommen yn 'e flammen fan syn hûs. It sil dy forgean as Zimri, dat bidoelde se! In wylde grime lôge yn him op. Hy rôp de beide tsjinners oan, dy't njonken har stiene. ‘Smyt har fan boppen del’, gebea er. De beide mannen waerden bleek en seagen elkoar oan. Doe namen se de keninginne op en smieten har út it finster. Flak foar de skrille hynders sloech se del op 'e stiennen. It bloed spatte op 'e muorre. Doe setten de hynders ta en fortrapen har...

Yn it simmerhûs fan Joaram setten se Jehu it keningsmiel klear. Hy iet mei syn offisieren en it smakke him skoan. Mar doe't it miel birêdden wie, sei er tsjin syn feinten: ‘Gean hinne, nim it lyk fan dy forflokte en bigraef har. It is op it lêst in keningsdochter’. De tsjinners kamen gau werom. Fan Izébel wie neat mear oer as in mannich bonken. De hounen hiene har forskuord. Jehu knikte. ‘It is goed’, sei er koel. ‘Dit is it wurd dat Elia, de Tisbiter, sprutsen hat, sizzende: Op it bolwurk fan Jizreël sille de hounen Izébel ite’.

Yn 'e dagen dy't folgen gyng Jehu fierder mei syn bloedich wurk. Yn Samaria liet er de sawntich soannen fan Achab deadzje en alle preesters fan Baäl lokke er byinoar yn 'e Baälstimpel en liet se oan 'e lêste man ta slachtsje. Sa suvere Jehu, de soan fan Nimsi, it lân fan Israël en sa foltriek er des Heare ban oer it hûs fan Achab. Elisa en

de profeten hearden it en tochten, dat er in goed kening wurde soe, dy't die hwat de Heare him oplei en dy't alles foar Him oer hie. Letter die it bliken dat ek kening Jehu neat om 'e Heare joech en dat er syn eigen greatske wegen gyng. Hy tsjinne de gouden keallen fan Bethel en Dan en wannele yn alle sûnden fan Jerobeam. En sels doe't in profeet him warskôge, foroare er him net. Doe strafte de Heare him en brocht Hazaël, de kening fan Aram oer him, dat er al it lân oan 'e oare kant de Jordaen oan 'e fijân priis jaen moast. En wol bilibbe Israël noch in tiid fan bloei ûnder in kening út Jehu's hûs - Jerobeam wie syn namme - mar dêrmei wie it foargoed út mei alle wielde en foarspoed en gyng it slachte fan Jehu ûnder. De iene kening nei de oare

waerd formoarde, oan't op it lêst de fijân Samaria ynnaem en it folk fan Israël fuort fierde nei in fier frjemd lân.

Jona

HY WENNE TO GATH-HEFER, earne yn it Noarden fan Israël, dizze Jona, de soan fan Amitthai, en hy wie in profeet des Heare. Hy wie sa bikend net as destiids Elia en Elisa en hy die gjin machtige wûndertekens, mar dy't him koene, wisten dat er trou syn wurk die en dat er syn folk hertstochtlik leaf hie. It wie him binammen yn 'e wei dat de Arameërs in great stik fan syn lân biset hiene en it wie in greate dei yn syn libben, doe't de Heare him iepenbiere dat de fijân forslein en it lân bifrijd wurde soe. Hy naem it as in teken fan Gods gunst en it joech him moed foar de takomst.

Hwant al hoe moai it wie dat de âlde fijân, Aram, fornedere waerd, Jona seach al wer in nije driging opkommen: it ryk fan Assur mei de headstêd Ninevé. In sterk en machtich folk wie it, dy Assyriërs, en net-to-sizzen wreed; hy moast der net oan tinke dat har legers noch ris oer Israël komme koene om syn folk fuort to fieren nei in fier, frjemd lân, lyk as hja al mei safolle oare folken dien hiene. O, hy hate se, dy wrede heidenen en hy koe it him net bigripe dat de Heare net fanwegen kaem en dat greatske Ninevé fordie. Hwerom die er net mei Assur, sa't Er yn âlde tiden dien hie mei Egypte en mei alle oare fijannen dy't syn folk binearen?

En doe op in nacht kaem de Heare him tofoare yn in dream en gebea him: ‘Jow dy op, gean nei de greate stêd Ninevé en kundigje har it oardiel oan, hwant har sûnden rikke oan 'e himel ta’. Oan dy tiid ta, as de Heare him hwat oplei, hie Jona altyd daliks dien hwat him opdroegen waerd. It wie noait yn him opkommen om in wurd fan God yn 'e wyn to slaen, mar dizze reis nei Ninevé, dêr wie er fuort noch net oan ta! It wie net om 'e lange mars dat er der tsjin oanseach en hy gunde dat haetlike folk it oardiel wol, dat er har oansizze moast, mar hy woe Gods wurd net oan 'e fijân bringe. Hy seach it nou al oankommen hoe't it gean soe: dat folk fan Ninevé soe bang wurde en him bikeare en dan soe God de stêd dochs noch sparje. Dyselde God, dy't syn eigen folk sa strang kastijde, wie sa ûnbigryplik barmhertich oer de heidenen. Net om de ûndergong fan Ninevé to sjen, rôp de Heare him dêr hinne, mar om de stêd to rêdden. En letter soe Israël it bilije moatte!

Lang pakte er der mei om dy nachts, hoe't it nou moast mei him. As er Gods bifel net die, koe er gjin profeet mear wêze en koe er net ienris yn Israël bliuwe. Yn Gods eigen lân soene altyd des Heare eagen oer him gean en dat wie net út to hâlden foar ien dy't willemoeds tsjin Him opstien wie. As er net nei Ninevé gyng, wie der mar ien mûglikheit: flechtsje nei in fier lân, dêr't God him net mei bimuoide! It foel him net maklik, mar doe't de moarntiid kaem, stie syn bislút fêst: hy gyng net. Hwat de Heare dwaen woe, moast Er sels witte, mar hy, Jona, gyng net op reis om Ninevé to rêdden. It soe forrie wêze tsjin syn eigen folk.

Dyselde deis noch, riste er him ré ta in fiere reis. De Heare stjûrde him nei it Easten? Goed, dan reizge er nei it Westen! Hy roun nei de havenstêd Joppe en foun in skip dat nei Tarsis soe. Tarsis, dat wie krekt hwat er hawwe moast! It lei yn Spanje, alhiel oan 'e fierste ein fan 'e Greate Sé, yn it lân dêr't de sinne ûndergyng; achter Tarsis wie der neat mear. Hy gyng daliks oan boart en akkoarte mei de skipper; doe't er de fracht bitelle hie, gyng er nei ûnderen. Út foarsoarch gyng er net wer nei boppen;

men wist noait hwat der op it lêst noch tusken komme koe! En as it skip ien kear op 'e sé wie, koe er net mear werom. It kaem moai út dat it sok prachtich waer wie en dat de wyn fan it lân ôf wie. Doe't de matroazen boppe him de touwen lossmieten en it skip fan 'e wâl rekke, joech er him del op 'e houten brits. Hy wie sa yn 'e ein fan 'e lange mars, dat er fuortdaliks yn 'e sliep foel...

Gâns in skoft letter waerd er wekker fan in lûde stim, flak by syn ear. ‘Hwat skeelt jo dochs, sa to sliepen? Kom oerein, rop oan jins God, miskien sil dy oan ús tinke, dat wy net forgeane’. Kjel riisde de Gods-

man oerein en ynienen wist er alles wer. Hy wie op reis nei Tarsis, flechtsjend foar it antlit des Heare. Doe't er nei ûnderen gyng wie it prachtich waer en nou bearde de stoarm om it stampend skip. Dat is om my, tocht er. Dti is myn straf, om't ik des Heare wurd oerhearrich west ha! Achter de skipper oan kleau er by de slingerjende ljedder op.

Op it glêdde dek moast er him beet hâlde oan 'e touwen. De kust wie net mear to sjen; safier't de eagen gyngen wie der oars neat as de donkere, dúnjende weagen. De mêsten kreaken en de wyn gûlde troch de touwen. En njonken him, boppe it gewelt fan 'e stoarm, rôp de skipper: ‘Wy hawwe bidden, elk ta syn god, mar it hat neat jown. De skoandere fracht ha wy al oer boart set en nou witte wy net mear hoe't it moat. Miskien dat jins god...’ Jona skodholle forheftich. ‘Ik kin net bidde; ik bin op 'e flecht foar myn God, dat Hy soe my dochs net helpe. En it jowt gjin foech dat ik nou mear om gunsten freegje!’

Hy wachte, wylst de skipper rieplachte mei it skipsfolk en seach út oer de wylde weagen. Dus God hie him dochs noch foun! Hjir soe er dus omkomme, fier fan syn lân en noait soe er komme yn syn heite grêf. It wie al hurd, mar it spiet him net! Hy woe wol stjerre, as Ninevé dan mar ûndergyng.

De skipper wonk him. Nou komt it, tocht er, nou smite se my oer boart om har libben to redden. Biret roun er op har ta. Hy wie net bang. Dy't ien kear de kar dien hat, moat der ek foar stean. Mar der wie gjin ien dy't in hân nei him útstiek. ‘Wy sille it lot werpe’, seine se, ‘dat wy witte meije om hwa't ús dit ûnheil oerkomt’. Jona knikte. Hy wist sûnder lotsjen wol hoe't komme soe, mar dy mannen woene wissichheit hawwe. Wyld dounsen de dobbelstiennen oer it wiete dek. It lot foel op Jona. Doe fortelde er alles; neat hâldde er binefter. ‘Ik bin in Hébréër en ik freezje de Heare, de God fan 'e himel, dy't de sé en it droege makke hat en ik tsjinne him as profeet. Mar nou hat Er my hwat oplein, dat ik net dwaen kin en ik bin flechte foar syn antlit. En nou hat Er my foun en dizze stoarm komt om my jimme oer’. De skipper seach him oan. ‘Hwat moatte wy jo nou dwaen, dat de sé ús net mear tsjin wêze sil?’ Sûnder bitinken antwurde Jona: ‘Nim my op en smyt my yn 'e sé en jim sille bihâlden wurde’.

En noch doarst it skipsfolk de hannen net oan him slaen. Noch ien kear setten se alles op alles en bisochten it skip yn 'e wyn op en nei de wâl to roeijen. Mar it holp net; al wylder stampte it skip en al balstjurriger waerd de sé. Doe stiek de skipper de hân omheech en hellen se de ûnnutte riemen yn. Hja kamen op Jona ta. Noch ien kear sei de skipper in koart gebet, net ta syn eigen god, dy't net helpe koe, mar oan dy skriklike God dy't syn stoarm op 'e sé wurpen hie. ‘Och Heare, lit ús net forgean om 'e siele fan dizze man en bring gjin ûnskuldich bloed oer ús, hwant Jo hawwe sels ommers it lot bistjûrd en wy, wy kinne net oars’. Doe taestten de matroazen him oan en sleepten him nei de kant fan it skip. Hy hong boppe de kolkjende weagen en joech gjin lûd. En dêrmei lieten se him los. In telmannich seagen se syn wide mantel noch, in hân, in bleke holle... Doe wie der neat mear...

Hast op itselde stuit foel de stoarmige wyn en briek de sinne troch it donkere swurk. Oer it glêdde wetter glied it skip, as hie der gjin stoarm noch ûnwaer west. En jitris rôp it skipsfolk Gods namme oan, nou om Him to tankjen foar dizze wûndere rêdding. Mar dizze kear, tochten se, koe it net mei wurden ta. Fan de inkelde slachtskiep dy't se meinommen hiene en dy't hja sa skoan brûke koene op 'e lange

reis, offeren se it bêste ta in tankoffer oan God. En noch faek, de lange wiken fan dy nuodlike reis, tochten se oan dy profeet dy't sa raer oan syn ein kommen wie...

Hja koene nammers net witte dat Jona noch yn libben wie en dat er net fordronken wie, dy deis dat hja him yn 'e sé smiten hiene. De Heare God wie noch net klear mei syn tsjin-willige tsjinstfeint en Hy biskikte in greate fisk, dy't Jona opslokte en mei him fuortswom.

De tredde deis spei it munster him út, earne oan 'e kust fan Israël.

Lang siet er dêr op it strân en liet de goede sinne skine oer syn dampe klean. Foar him rûze de blauwe sé, oer him bôge de wide himel. Hy koe der noch net by dat er nou net mear yn it yngewant fan dy fisk wie, net mear yn it hert fan 'e séën, dat er hjir wer siet op 'e goede groun fan Israël. God

hie al genedich oer him west. Yn it yngewant fan 'e fisk - dat libben grêf - hie Er him biwarre en him weromhelle fan syn flecht. It hie dwaes west, dat er flechte wie: gjin minske kin de Almachtige ûntkomme en noait soe er soks wer dwaen. Dy reis nei Ninevé, dêr tocht er noch krekt gelyk oer, mar as de Heare him der wer hinne stjûrde, dan soe er dochs gean.

Mar oer al dy dingen woe er nou net tinke. Hy libbe noch, nei al dy einleaze ûren - of wiene it dagen? - yn 'e fiske-mage en it paste him tankber to wêzen foar syn rêdding. Hy seach op nei de blauwe himel en bigoun to bidden. Alles dat er trochmakke hie, kaem wer op him ta en sûnder dat er it woe, waerd syn gebet in psalm, in liet fan leed en fan forlossing.

'...Hwant Jo hiene my yn 'e djipte
fan 'e séën wurpen,
en de stream omwâlle my,
al jins baren en jins weagen gyngen
oer my hinne.
De wetters omwallen my oan 'e siel ta,
de ôfgroun hâldde my bisletten,
myn holle wie bitize yn it wier...
Mar Jo hawwe myn libben út it for-
djer ophelle,
O Heare, myn God...'

Doe riisde er oerein en socht in sliepplak foar de nacht. It hie him goed dien, dizze rêst by de sé, lyk as it him ek goed dien hie dat er syn hert útstoart hie foar God. Dy nachts kaem de Heare him wer to-foare en lei him op, daliks nei Ninevé to gean. It kaem net yn him op om wer to weger jen; deselde deis noch joech er him op wei. It duorre wiken, ear't er boppe it flakke lân de tuorren fan Ninevé seach. Hy hie noait tocht dat in stêd sa great wêze koe: in sé fan wite huzen yn in hege muorre bisletten En doe't er troch de brede, rjochte strjitten roun en oer de wide pleinen, doe't er al dy minsken seach: boargers en keaplju, soldaten en slaven sûnder tal, doe bigriep er dat dit folk it iene lân nei it oare oerwinne koe en dat gjin stêd it hâlde koe tsjin syn stoarmjende legers. En alle soarch om syn lân, alle hate tsjin dy wrede heidenen kaem wer yn him omheech. Dat er hjir nou it wurd fan God bringe moast!

Sadrê't er útrêst wie fan 'e lange reis bigoun er mei syn wurk. Fan strjitte ta strjitte gyng er, fan plein nei plein, troch nauwe stegen en troch de wide parken. En oeral sei er syn boadskip: 'Noch fjirtich dagen en dan sil Ninevé omkeard wurde'. Hy sei gjin wurd mear as him oplein wie: hja hoegden net to witten dat de Heare barmhertich en lankmoedich wie en dat de stêd miskien noch bihâlden wurde koe. Hy hope mar dat hja net nei him harkje woene en dat de Heare de stêd dan dochs fordie. Doe't er de hiele stêd troch west hie en elk syn boadskip wist, gyng er de poarte út. In ein fan 'e stêd ôf, op it iepen fjild, boude er himsels in soarte fan hut. Syn wurk wie dien en hy hie gjin hope mear dat Ninevé ûndergean soe, mar hy woe wachtsje op 'e fjirtichste dei. Men koe it noait witte en às it fjûr reinde oer dit fordoame Sodom, dan woe er it mei eigen eagen sjen.

En wylst de forgrime Godsman siet to wachtsjen yn syn hutte-fan-tûken rekke de greate stêd Ninevé alhiel yn ûnstjûr. Dat koarte, sombere wurd fan dy frjemde profeet: 'Noch fjirtich dagen, dan sil Ninevé omkeard wurde', baernde har op 'e siel. It moast

wol in machtich god wêze, dy't har de boade die, fier út it jountiidslân. De skrik sloech har om it hert en alle wurk lei stil. Hwat sin soe it hawwe en wurkje noch, as oer in wikemannich har stêd dochs ûndergyng?

De kening fan Ninevé hearde ek fan it wankend oardiel en ek hy waerd deadlik bang. Tocht er faeks oan 'e sûnden dy't er dien hie: oan syn wredens en syn heechmoed, oan it ûnrjocht dat er dien hie en oan it ûnskuldich bloed dat er forgetten hie yn syn stêd? Seach er de minsken foar him dy't er fordrukt hie, de froulju dy't er ûngelokkich makke hie, de bern dy't wees wiene troch syn skuld? Yn elk gefal: hy klom fan syn hege troansit ôf en teach de keningspronk út en mei de swarte rou-doek om 'e heupen siet er yn syn tún yn in ring fan jiske. En wilens trommen syn boaden it om troch de stêd: ‘Sa seit de kening: Lit minske noch beest, kou noch skiep hwat priuwe, lit se net weidzje en jow se gjin wetter to drinken; mar ynpleats sille minske en bist it roukleed drage en hja sille ynfieren ta God roppe en har bikeare, in elk fan syn tsjoede wei en fan it gewelt dat yn syn hannen is!’

En sa't de kening gebean hie, sa barde dat doe. Út de stêd Ninevé gyng it gebed omheech ta de Heare: it roppen fan 'e mânlju it skriemen fan 'e froulju, it gûlen fan 'e lytse bern en boppe alles út it bletterjen fan 'e skiep en it âljen fan 'e kij. In machtich lûd wie it en it kleau omheech troch de ljochte himel ta Gods troan. Doe hearde de Heare it roppen fan 'e faeije stêd. Hy seach har birou en dat hja har bikearden fan har tsjoede wei en Hy sei tsjin Jona: ‘Ik haw birou fan it kwea dat Ik har oansein hie en Ik sil har spar je’.

Jona hie it net oars forwachte, mar nou't er wissichheit hie, foel it him dochs noch ôf. Hoe koe de Heare soks dwaen? De mannen fan Ninevé hiene har bikeard! Wis, tocht er bitter, foar sa lang as it duorret! Oer in jier-of-hwat, as de slimste skrik har wer út 'e lea wie, soene har legers wer úttsjen en dan soe ek Israël it mei bilije moatte. Joech de Heare dan neat mear om syn folk, dat er sa mei har boarte?

Hy gyng út syn broeiske hut nei bûten en stie yn 'e gleone sinne. ‘Och Heare’, sei er forwitend, ‘sei ik it net, doe't ik noch yn myn heitelân wie? Dêrom bin ik nei Tarsis op reis gien, hwant ik wist wol dat Jo in genedich en barmhertich God binne, lankmoedich en great fan goedgunstichheit en birou hawwend fan it kwea. Nou dan, nou't Jo Ninevé sparje wolle - lit my nou mar stjerre, hwant de dea is my better as it libben’.

Doe't er it sein hie, tocht er: Nou sil de Heare my wis straffe om't ik dit tsjin him sein haw. Mar der barde neat: God yn 'e himel is net allinne barmhertich oer de heidenen, mar mear noch oer syn dwerse bem. Dy iene les, dat in profeet net sa mar út syn wurk rinne kin en dat er dwaen moat hwat him oplein is, dat hie Jona leard yn it yngewant fan 'e fisk en dat soe er net wer forjitte, mar nou moast er ek noch leare, dat in profeet barmhertich wêze moat. As God goed oer in folk wêze wol, dan mei in profeet dêr net tsjin ynlizze, dan moat er ynpleats Gods barmhertichheit loovje.

Dêrom spriek de Heare him net strang oan, mar Hy lei him alline in fraech foar: ‘Meistû sa lilk tsjin My wêze, Jona? Is dyn grime mei reden tsjin My oplôge?’ Dy fraech, dêr moast de Godsman nou mar ris goed oer neitinke; miskien dat er nou ta better ynsjoch kaem. En sa net, dan soe Er him noch stranger oanpakke.

Mar Jona tocht net nei oer dy earnstige fraech. Hy wist it andert al lang, dat hwat soe er dan noch neitinke? De Heare die syn folk ûnrjocht, sa tocht hy der oer en as Er him wer ûnderstie, dan soe er it ek rjochtút sizze. It kòe net goed wêze, sa't de Heare die: strang oer Israël en to goed foar Ninevé. En dat er hjir nou mar wer langer wachtsje moast, op dizze keale flakte yu 'e gleone simmersinne, dat foun er ek net moai. Hwerom praette de Heare it nou daliks net troch? Dan koe er to-minsten wer werom nei syn lân.

Hy wist net dat de Heare ek nou al wer mei him dwaende wie. Der lei, njonken syn hut, in siedtsje yn 'e g'oun en dy deis liet Er it ûtsprute. Jona fornaem it net iens, mar dy nachts doe't it broeisk en near wie, dijde dat lytse sprútsje út ta in machtige beam; oer de hut fan Jona bogen de tichte blêdden. Hy wie tige bliid, dy moarns doe't er wekker waerd: nou hie er skaed en nou wie er de waermte en de sinne treast! De hiele dei hie er in moedich sin; God skynde him dochs net alhiel to forjitten. Hy hie suver noch hwat hoop, dat Ninevé nou dochs forgean soe. En doe't er him deljoech de jouns, tocht er: Miskien dat de Heare nou fannacht wer komt.

Mar dy nachts krige Jona gjin wurd fan 'e Heare. It wie al moarn doe't er wekker waerd en troch it iepene dak skynde de sinne him yn 'e eagen. Hoe koe dat? Syn wûndetbeam...? Mar doe't er nei bûten gyng seach er it: de beam wie yn ien nacht

fortoarre. De tûken hongen slop, it blêd wie forwylge en de beam joech gjin skaed mear. Troch alles hinne lilk waerd er. Mar dit wie gemien, dit die de Heare allinne om him to pleagjen. De hiele moarn siet er to wrok jen en doe kaem der ek noch in skroeijende Eastewyn. Hy taestte nei de holle. Dit koe er net lang mear úthâlde en wer frege er oft de Heare him weinimme woe: ‘De dea is my better as it libben’. En doe, wylst er dêr siet, wanhopich en wrokjend, wie dêr wer de stim des Heare: ‘Jona, is dyn grime mei reden oplôge om dy wûnderbeam?’ Hy forgeat dat er ûnmachtich wie fan 'e hjittens en sprong oerein. En daegjend, de hân omheech nei de ljochte himel, sei er: ‘Ja wis, mei reden

Hy hie suver noch hoop, dat Ninevé dochs noch forgean soe

en oan 'e dea ta!' Noch ien kear naem de Heare it wurd en Hy spriek net as in strang en rjochtfeardich rjochter, mar suver as in heit, dy't in koppich bern formoannet. 'Jona, it bigreatet dy om dy wûnderbeam dêrstû neat oan dien hast en dystû net greatbrocht hast, dy't yn ien dei kaem en yn ien nacht forgyng. Mar soe it My dan net bigreatsje om dy greate stêd Ninevé, dêr't hûnderttweintich tûzen bern yn binne, dy't it ûnderskie noch net witte tusken har lof ter- en rjochterhân en dan noch gâns fé?'

Mear sei de Heare net, mar mear hoegde der ek net sein to wurden. It wie oft Jona de eagen iepen gyngen en hy seach yn dat er forkeard dien hie. As hy syn sin krige hie, dan soe der fjûr út 'e himel falle oer dizze greate stêd, dan soene al dy huzen en paleizen yn flammen opgean, dan soene al dy minsken in wrede dea stjerre. It wiene heidenen en fijannen fan syn folk, dat wie sa, mar it wiene ek minsken, minsken lyk as hy, mei folle sûnde, mar wie hy net likegoed in sûndich minske? En syn eigen folk, hoe wie it dêrmei? Wie Israël wier sa folle better as dizze mannen fan Ninevé? Tsjinne it de gouden keallen net to Bethel en Dan, hie it de Baäls net tsjinne yn 't tiid fan Achab en Izébel? Hy wie lilk en forkeard west omdat de Heare barmhertich wie, mar as de Heare nou ris net lankmoedich wie en geduldich, soe Israël der dan noch wol west ha? Hy gyng nou wer nei hûs en hy soe syn folk fortelle fan syn wûndere reis en hoe't it folk fan Ninevé him bikeard hie fan syn sûnden, mar soe Israël wol nei him harkje? Soe kening Jerobeam fan syn troan ôfklimme en de rou-sek om 'e heupen slaen? Of soe er stil syn gong gean en it keal fan Bethel hulde dwaen? O Heare, tocht er, wylst er de stap sette nei it Westen, nei syn eigen lân, o Heare, myn folk is minder as dizze mannen fan Ninevé. It hat jins wet ûntfongen en jins profeten forkundigje har it wurd, dat hja koene it better witte, mar hja sûndigje mear as de bline heidenen. Ik haw tsjin Jo opsprutsen Heare, omdat Jo barmhertich binne - forjow it my en harkje nei my, nou't ik pleitsje op Jins barmhertigens.

Sa kaem Jona, de soan fan Amitthai, werom út it lân fan Assur, in wizer en in better man as doe't er op reis gyng der hinne!

Ein fan it ryk Israël

DER WIENE JIERREN FOARBYgien sûnt Jerobeam, de soan fan Joas, de Arameërs forsloech en it lân Gilead bifrijde. Hy hie mear as fjirtich jier regearre, langer as ien fan syn foargongers en it like wol oft it ryk Israël in tiidrek fan bloei tomjitte gyng. Mar noch mar krekt hie er de holle dellein en wie er bigroeven yn 'e keningsstêd, of ien fan 'e hege offisieren stie op en roege hiel it hûs fan Jehu út. Sûnt dy tiid hie der hast gjin kening mear west yn it tsien stamme-ryk dy't net formoarde waerd.

De lêste út 'e rige wie Hoséa, de soan fan Ela, en ek fan him kop dat bitter wurd jilde, dat fan de earste Jerobeam ôf fan alle keningen fan Israël biskreaun stiet: 'Hy die hwat kwea wie yn 'e eagen des Heare'. Mar net allinne de kening sûndige, hiel it folk tsjinne de ûngerjochtichheit. Wylst de kening de gouden keallen eare to Bethel en Dan, offere it folk oan 'e Baäls en oan 'e goaden fan 'e folken. Oaren joegen har oer oan dronkenskip en ûnsedichheit, oan moart en dea-slach en nimmen frege mear nei rjocht en wet. Dy't de macht hie, dy brûkte it en fordrukte syn buorman; de riken libben der oerdiedich fan en de bern fan 'e earmen waerden forkocht as slaef; de wees

en de widdou bistielen se en sels de rjochters wiene foar jild to keap. Net de rike dy't kwea dien hie, krige straf, mar dy't allinne stie en neat hie om by to setten.

En aloan stjûrde de Heare wer syn profeten om it folk to warskôgjen, mar hja sloegen har gjin acht en gyngen har wylde, sûndige wegen. Nei Jona hiene se net harke en ek fan 'e oaren woene se gjin sizzen hawwe. It kaem sa fier dat de Heare it net langer oansjen woe en har oerjoech oan de kening fan Assyrië. Yn 'e stêd Ninevé wiene se de profeet Jona al lang wer forgetten en in wrede kening, Tiglathpileser, swaeide dêr de skepter. Op in kear triek er mei man en macht it Westen yn en kaem by de grinzen fan Israël. Hoséa bigriep dat er it net tsjin 'e oermacht hâlde koe en reizge him to-mjitte om him hulde to dwaen: sa kaem it dat de oarloch syn lân foarbygyng, al moast er dan ek elk jier in swiere skatting opbringe fan fé en jild.

In jier of hwat bleau Hoséa in fazal fan

Assyrië en bitelle er op 'e tiid syn tribút, mar doe't de kening fan Assyrië stoar en Salmanasser him opfolge, naem er syn kans waer en brocht de skatting net. Hy tocht dat de nije kening wol net daliks komme soe, mar dat kaem him ôf to fallen: Salmanasser teach noch datselde jiers it Westen yn en wer moast Hoséa yn alle haest nei it Noarden om de fijân hulde to dwaen. Mei djûre eden biswarde er dat er to-nei in trouwe tsjinner fan Salmanasser wêze soe en dat it jierliks tribút altyd op 'e tiid wêze soe. Hy praette sa moai dat ek dizze kening it mei him bisocht en him oannaem as syn fasal. In jier of hwat letter lykwols, briek er op 'e nij syn eed en bitelle net mear. Yn stilte hie er boaden stjûrd nei de kening fan Egypte en dy soe him wol helpe, as Salmanasser opsetten kaem.

Fansels kaem de kening fan Assyrië en dizze kear hoegde Hoséa him net mei eden en hulde oan to kommen. Hy wie troch alles hinne forgrime en naem him foar om Hoséa to deadzjen en om hiel syn keninkryk fan de ierde to fordwaen. Doe't it der op oan kaem, stjûrde de kening fan Egypte gjin help en al yn it bigjin fan de oarloch foel Hoséa yn hannen fan de Asyriërs; hja boeiden him en brochten him sa foar Salmanasser, dy't syn wraek oan him kuolle. Mar al hie de oerhearrige fasal syn straf dan krige, dêrmei wie de oarloch noch net oer. Stêd foar stêd, doarp nei doarp, bisette Salmanasser en oan 'e ein bilegere er de haedstêd, Samaria. It wie in sterke stêd en it slagge de forgrime kening net om him mei stoarm to nimmen. Mar syn bislút stie fêst: de opstannige stêd soe fornield wurde en mei in diel fan syn leger bisingele er Samaria. Earst yn it tredde jier, doe't alle iten op wie en de bisetting hast forhongere, joech it folk fan 'e stêd bilies en setten se de poarten iepen. Salmanasser, dy't al lang wachte hie, wist net fan genede. Dit folk, dat him mei in eed de trou ûnthjitten hie, en doe to-mûk mei Egypte konkele, soe witte hoe't in Assyriër straft. Dagen lang moarden en plonderen de wrede heidenen yn 'e faeije stêd: froulju noch bern sparren se en it bloed streamde de skeane strjitten del. Doe't de soldaten wurch wiene fan it moardzjen en doe't hja alles plondere hiene dat it meinimmen wurdich wie, gebea Salmanasser dat it hiele folk, foarsafier't it noch yn libben wie, fuortfierd wurde moast nei Assyrië.

De soldaten wisten der wol rie op: hja hiene al mear stammen en folken út har lân weihelle en yn 'e frjemdte brocht. As keppels skiep en geiten, sa dreauwen se it folk fan Israël byinoar; gjin stêd en gjin doarp sloegen se oer en allinne hwat fan it earmste folk lieten se achter yn 'e lege doarpen. Dy soene al bliid wêze as hja yn it âlde lân noch in stikje lân bibouwe koene en dy soene net op it idé komme op wer op to stean. Mar alle oaren, dy't hwat mear wiene en dy't de wrede fijân haten, moasten mei. Yn in fier, frjemd lân soene se wenje en noait mochten se wer werom en op 'e lange dûr soene se har tael en har folk en har godstsjinst forjitte en opgean yn 'e Assyriërs. Sa strafte Salmanasser hwat tsjin syn troan opstie!

Doe't hiel it folk byinoar dreaun wie, waerden se yn groepen yndield en doe yn lange rigen opsteld. Elk krige in izeren bân om it ankel en waerd mei in ketting oan syn foarman boun; doe klapten de wrede swipen en de lange, swiere mars bigoun. Úren oan-ien rounen se yn in wolk fan moude, dan hâldden se in koarte rêst, en fierder gyng it wer. Jouns foelen se yn in dóve, wurge sliep en moarns bitiid skrillen de wrede trompetten har wer wekker. Sa reizgen se, dei oan dei, en wike oan wike, de wegen fan Israël oer, troch de doarpen fan Aram en al fierder it Noarden en Easten yn. Troch wide, griene flakten gyng it, oer heuvels en hege bergen, troch smelle

paden en oer de einleaze steppen. Elke dei wie der hwat oars, mar de measten hiene de moed net om op to sjen: hja rounen foaroer en seagen oars net as de fuotten fan de foarman en de wegen dy't ûnder har lâns glieden, wegen sûnder sin en sûnder ein. Der wiene jonge en sterke keardels by, mar ek âlde minsken en swakke froulju en memmen mei lytse bern yn 'e draech-bân, bern dy't gulden fan honger en toarst. En siken rounen mei en minsken dy't hast forhongere wiene, al dy moannen yn Samaria, en jonge jonges en fammensbern. Mar de Assyriërs, dy't heech op it hynder njonken de kolonne draefden, wisten fan gjin meilijen; dy't net hurdernôch roun krige de swipe oer de rêch en dy't alhiel net mear koe, waerd losheakke en oan 'e kant smiten. En heech yn 'e blauwe simmerloft,

boppe dy karavanen fan illinde, hongen op brede wjokken de roppige gieren: dy wisten wol rie mei de útfalders. Dat hwa't heal koe, dy strompele mei, op seare fuotten en mei iepen ankels, hwant op dizze reis gou mar ien inkele wet: rinne of stjerre.

Sa kamen se nei wiken yn it fijannige lân en elke groep krige in doarp ta-wiisd om to wenjen. Swier moasten se arbeidzje yn 'e gleone sinne, mar nei dy bloedige reis wie sels it swierste wurk in seine en mei'er tiid wende it. Nei jierren forgeaten se it eigen lân, hja learden fan 'e bern de frjemde tael en mar inkelen bleauwen ûnwennich nei it âlde lân en tsjinnen yn 'e frjemdte de Heare. Mar letter stoaren de âlderen en de jongerein wist net folle mear fan dat lytse, fiere lân tusken de Jordaen en de Westlike sé. Israël en de God fan Israël - dat wie neat mear as in moai forhael dat de âlde minsken fortelden, jouns as it wurk op it lân birêdden wie. Oan't ek dat ophâldde en hja alhiel opgien wiene yn it frjemde folk. It ryk fan 'e tsien stammen wie forgien en forgetten en allinne yn it lytse Juda, dêr't de stêd Jeruzalem lei, hie de Heare noch in eigen folk. Dêr rikken alle dagen de offers noch yn 'e timpel fan Salomo en dêr rôpen de preesters syn hillige Namme oan. En dêr siet noch altyd in kening op 'e troan út it hûs fan David, mar ek dêrre wie it al lang net mear as eartiids yn 'e dagen fan David en Salomo. Der soe in tiid komme, dat ek it folk fan Juda fuort fierd waerd nei in fier lân, noch fierder as Assyrië, en ek om har sûnden en, krekt as Israël, troch eigen skuld...

Yn it earstoan nei de fal fan Samaria, lei it lân fan Israël wyld en forlitten. It lân waerd net biboud en kaem om yn it ûnkrûd; de wyngerts forwylderen en de huzen foelen yn pún en troch de doarpen gyngen nachts de wylde dieren. Doe krige it lege lân wer nije biwenners; Salmanassar liet der frjemde stammen hinne bringe, oeral wei, fan folken dy't er oerwoun hie. Dy setten har nei wenjen yn it âlde lân fan Israël; hja houden de groun en weiden de keppels en snoeiden de forwyldere fruchtbeammen en libben der fan, sober, hwant it bêste moasten se nei Ninevé bringe, by wize fan skatting.

Fansels koene se daliks net alles bibouwe, dêr wiene se to min-machtich foar en hiele stikken leine noch foar wyld. En dêr huzen de wylde dieren noch, de foksen en de jakhalzen en de liuwen, dy't soms yn 'e nacht nei de doarpen trieken en de skiep en 'e geiten forskuorden. Soms foelen se de minsken oan en op it lêst waerd it in swiere pleach, sa folle wiene der. Hja offeren har goaden en beaën om help, mar it joech neat en hja hiene gjin wapens om op 'e jacht. De inkelde Israëliten dy't noch yn it lân oerbleaun wiene, koene der ek neat tsjin bigjinne en hja seine: ‘Eartiids, doe't ús folk hjir forkearde kamen de liuwen hjir net. Miskien is ús God wol forgrime, dat jim yn syn lân wenje en oare goaden tsjinje’. Dat woe dat frjemde folk wol oan en hja wiene ek wol genegen om de god-fan-itlân to offerjen, mar hja wisten net hoe't er tsjinne wurde woe. Hja diene de boade nei Ninevé en fregen de kening oft der net ien fan 'e preesters weromkomme mocht, dy't ek fuortfierd wie nei Assyrië. Dat foun de kening goed, en hy stjûrde in preester, ien dêr't er op oan koe en dy't tige foar de Assyriërs wie. Fansels wie it net in echte preester des Heare, dy wiene mar allinne mear to Jeruzalem, mar it wie ien dy't foartiid to Bethel tsjinne hie yn 'e timpel fan Jerobeam. De man wie tige bliid dat er wer werom mocht en stelde mear preesters oan, mar hy bleau fansels de hegepreester en learde it folk de tsjinst fan it gouden keal. Doe wiene de lju yn Israël to-freden, de god-fan-it-lân krige syn eare en offers wer en njonken him tsjinnen se har eigen goaden ek noch. Sa joegen se elk sines en

mienden dat de goaden har nou wol seingje soene. Dat dy tsjinst fan it gouden keal de Heare yn 'e himel in grouwel wie, dat koene se net witte. Letter hâldde de pleach fan 'e liuwen op en dat namen se as in teken dat alles yn oarder wie en dat dy god har net mear gram wie.

Doe't der gâns jierren oer forroun wiene, fielden se har thús yn it nije lân. Hja bisochten soms wol om freonskip to sluten mei it folk fan Juda, mar dy woene gjin gemienskip mei har hawwe. Juda, dat wie Gods eigen folk en dy koene har net ôfjaen mei dit folkje oeral en nearne wei, dat it keal fan Bethel en de goaden fan 'e heidenen tsjinne. Dat hja sels de Baäls ek offeren en Gods wet net achten, dat seine se der fansels net by. Alle ieuwen dat hja njonken elkoar wennen, it folk fan Juda

en de Samaritanen, bleau dy âlde wrok en fijânskip.

De lytse prins

SÛNT DE TIID DAT DE TSIEN STAMmen opstien wiene tsjin har wettige hear en in apart ryk stichte hiene ûnder kening Jerobeam, hiene de mannen fan Juda altyd sahwat út 'e hichte op har delsjoen. Dat ryk fan Israël, tochten se, koe fan fierren net lykje by it keninkryk Juda, dat noch altyd in kening hie út it âld en romroft hûs fan David. Dêr, to Jeruzalem, stie altyd noch de hillige timpel, dêr rikke alle dagen it offer noch foar de Heare, dêr wenne noch altyd de hegepreester út it geslacht fan Aäron. Net it ryk fan Israël wie it eigen folk des Heare, mar allinne Juda, de stam dy't Er útkard hie út it formidden fan syn bruorren. It die har ek suver gjin nij, dat it forkeard gyng yn it tsien-stamme-ryk, dat de iene nei de oare kening formoarde waerd en dat op it lêst it hiele folk yn ballingskip nei Assyrië gyng. Soks soe mei Juda ienfâldich net kinne: de Heare soe syn stêd, syn hûs, syn arke noait oan 'e heidenen oerjaen.

Der wiene fansels noch wol minsken yn Juda dy't it better ynseagen en dy't bigriepen dat hja likegoed it oardiel fortsjinne hiene as har bruorren, it folk fan Israël. Hja leauden ek dat Juda net ûndergean soe en dat ien kear út har formidden de Forlosser komme soe, dy't God biloofd hie, mar hja wisten mar al to goed, dat dat net om har deugden wie, mar allinne út genede. Hwant ek yn Juda stie it der net sa bêst foar; ek dêr rikken de alters foar de frjemde goaden en ek dêr hiene keningen west, dy't de Baäls tsjinnen. En ien kear - mar dat wie al wer gâns jierren lyn - hie it like, dat it hûs tan David foar altyd útstoarn wie en dat de biloofde Forlosser net mear komme koe.

Doe't Josafat, de fromme kening fan Juda, stoarn wie, folge syn soan Joaram him op en dat wie in hiel oar man as syn heit. Hy siet noch mar amper op 'e troan, doe liet er al syn bruorren formoardzje, om't er bang wie dat hja noch ris tsjin him opstean soene en syn frou Athalia, de dochter fan Achab en Izébel, die al har bêst om ek yn Juda de Baäls-tsjinst yn to fieren. De straf foar syn wrede moart bleau net lang út: in binde Arabieren en Filistinen foel plonderjend yn it lân en kaem oan Jeruzalem ta. Sels de keningssoannen namen se mei en kening Joaram, dy't syn bruorren deade hie, hâldde fan syn eigen bern mar ien mear oer: de jonge Ahazia. Al gau nei dy swiere ramp stoar Joaram en folge Ahazia him op.

En de nije kening gyng alhiel yn 'e wegen fan syn mem Athalia en die dat kwea wie yn 'e eagen des Heare: hy roun de Baäls efternei en die allerhanne ûngerjochtichheden. Mar al wie er dan neat better as syn mem, hy krige net lang tiid om kwea to dwaen: doe't er op in kear nei Israël teach waerd er dêr troch Jehu deade. Ek in fjirtich fan syn sibben foelen ûnder it swurd fan Jehu en doe't hja de jonge kening dea thús brochten en him bigroeven hiene to Jeruzalem, wie der gjin ien dy't him opfolgje koe. Al de prinsen dy't noch yn libben wiene, wiene noch to jong om kening to wurden.

En doe sloech Athalia, de dochter fan Achab, har slach. Doe't har soan Ahazia noch libbe, hie se al gâns to sizzen hawn mar nou koe se sels keninginne wurde. Fortriet om har soan dy't sa jong stoarn wie, hie se net; hja tocht allinne mar om har sels en hja hie mar ien bigearte: macht. Sels de skepter swaeije, sels gebiede oer libben en dea, al it oare koe har neat skele. En it wie har doel net om in jier of hwat

baes to wêzen en dan har plak wer to romjen foar ien fan 'e jonge prinsen: hja woe altyd de kroan drage. Dy lytse bern moasten dan mar dea, dan koene dy letter net tsjin har opstean. Hja rôp in offisier en droech him op om alle prinsen to deadzjen. Dat it har eigen berns-bem wiene, har eigen flesk en bloed, dat koe har neat skele.

De tsjinners diene daliks hwat de wrede keninginne har oplein hie: hja hellen de lytse prinsen op en makken se koelbloedich dea. Der wie net ien dy't wegerje doarst, net ien dy't foar dy ûnskuldige berntjes opkaem. Mar doe't hja de lykjes telden, bistoaren se it hast fan 'e skrik: der wie ien to min, de lytse Joas, in jonkje fan sahwat in jier. Hja doarsten it net tsjin Athalia to sizzen en meldden har dat de prinsen dea

wiene. De wrede frou lake. Nou lei it keninkryk fêst yn har hannen: gjin prins soe oait it swurd tsjin har útlûke en elk dy't it weagje doarst en siz der hwat fan, dy gyng der ek oan.

Doe't it nijs to Jeruzalem bikend waerd, huveren de minsken fan safolle wredens. In frou, dy't lytse bern as bisten slachtsje liet, in beppe, dy't har eigen beppesizzers formoarde, dat wie sa freeslik, dêr wiene gjin wurden foar. Mar der wie net ien, dy't it har flak yn it gesicht sizze doarst, al dy leffe mannen fan Juda bûgden har ûnder it jok fan Athalia. En hwat joech it ek noch, dat hja yn it forset gyngen? De prinsen koene se it libben net wer jaen en Davids hûs wie dochs útstoarn.

En wilens siet de lytse Joas feilich yn it hûs fan 'e hegepreester, yn ien fan 'e timpelgebouwen en gjin ien yn Jeruzalem wist der fan. De deis dat de lytse prinsen deade waerden, wie de frou fan 'e hegepreester, Joséba, krekt yn it keningshûs. Hja kaem der wol mear, hwant hja wie ek in prinses, in dochter fan kening Joaram, en doe't hja fornaem dat de lytse prinsen ophelle waerden, bigriep se daliks dat Athalia der achter siet. Fansels koe se neat tsjin de moardners bigjinne, mar har earste gedachte wie: Ik moat alteast ien fan 'e jonges rêdde. It hûs fan David mei net ûndergean! Myn man soe it my noait forjaen, as ik nou myn kâns net waernaem! Yn alle haest naem se de earste de bêste dy't se krije koe: de lytse Joas en brocht him mei syn minne yn 'e bêdde-keamer. It wie in great en rommelich fortrek, dêr't de bédden opburgen waerden dy't der oer wiene en dêr't hast noait ien kaem. De minne fan 'e lytse prins hie it net maklik: hja moast der foar soargje dat er net gûlde en dat fait net ta mei in bern fan in jier. Elke kear as er oansloech krige se him op en as it net oars koe, hâldde se him de mûle ticht. Sadré't der in goede gelegenheit wie, brochten se him oer nei de timpel en namen Joséba en har man him by har yn. Jojada de hegepreester, wie tige bliid dat er de jonge prins great-bringe mocht, al hoe gefaerlik it ek wie. Sels lange jierren bleau er by har en hja soargen foar him, as wie it har eigen soan. Noait mocht er bûten boartsje, noait wie er by oare bern en altyd as der ien kaem, moast er de keamer út.

Doe't er sawn jier wie naem Jojada it bislút om him kening to meitsjen. Hy wie noch wol tige jong, mar sa koe it net langer. Elke dei koe it útkomme en dan soe Athalia him dochs noch deadzje en hie alle noed en soarch om 'e nocht west. Al hoe biswierlik it wie, it moast nou wêze. En God, dy't kening David tasein hie dat er altyd in soan to Jeruzalem op 'e troan ha soe, dy soe de lytse prins biskermje as de greate dei kaem. Mar ek al bitroude er op Gods help, dêrom die de hegepreester sels net minder syn bêst. As de lytse Joas op 'e troan soe, dan moast Athalia stjerre. Mar ek dat doarst Jojada op him nimme. It gyng om 'e takomst fan Davids hûs, it gyng om Gods biloften en de wrede keninginne hie de dea mear as fortsjinne. Yn 'e sels jier dat hja oer Juda hearske hie, hie se mear kwea dien as Izébel yn har hiele libben. Ek it folk hate har en as er it goed oanlei, soe gjin ien it foar har opnimme.

Op in goede dei bea Jojada de offisieren fan 'e keningswacht by him yn 'e timpel en fortelde har it geheim. Hja wiene daliks ré om to helpen en mei in eed yn des Heare namme biloofden se, dat hja alles dwaen soene dat de preester har oplei. Doe stelden se in dei en rôpen troch hiele Juda fortroude en fromme mannen op, om dan yn 'e timpel to wêzen. It wie krekt de tiid fan ien fan 'e greate feesten, dat dan wie it neat net frjemd dat der gâns folk fan bûten kaem.

Sa kaem dan einlings de stelde dei en al yn 'e iere moarn wie it drok op it timpelplein. It wie oars as gewoan, dizze Sabbath en it folk tocht dat der hwat bysûnders barre soe. De hiele wacht stie by it Foarhôf klear en by it paleis, dêr't oars de measte wachten stiene, wie nou neat to sjen. Alle soldaten droegen it skyld en de skerpe spear en elk dy't to ticht bykaem waerd weromstjûrd.

En doe swaeiden de brede doarren iepen en Jojada, de hegepreester kaem nei bûten. Hy wie yn fol ornaet, sa't it hearde op 'e hege feesten, mar njonken him, yn 'e lytse keningsmantel, bleek en ûnwennich tusken al dy soldaten, roun in jonge fan in jier of sawn. It waerd stil op it timpelplein en alle eagen gyngen nei dy frjemde, stille jonge, mei syn greate, donkere eagen. Hja seagen hoe't de preester him in hân joech en him

nei de greate, gouden pylder brocht, dêr't de forheging wie. Dêr stie er, op it plak dêr't altyd de keningen salve waerden en seach del op it folk, dat earbiedich stean bleau. Hwat woe Jojada dochs mei dat bern en koe dit allegearre sa mar, sûnder Athalia? Doe bûgde de preester him oer de jonge hinne - syn griis burd roerde de swarte lokken - en geat de wijde oalje oer syn holle. Oer it stille timpelplein, oer al dy swijende, forhearde minsken, klonken de wûndere wurden: ‘Hjoed salvje ik, yn des Heare namme, ta kening oer Juda, Joas, de soan fan Ahazia, út it hûs en geslacht fan David’. En dêrmei sette er de lytse prins de keningsmûtse op, de bûnte mûtse mei de gouden keningsplaet en om syn smelle skouders boun er de brede sjerp, dêr't de Wet-fan-God op binaeid wie. Doe wonk er en oer it timpelplein klonken de lûde trompetten.

En noch stie it folk forheard to sjen en wist net hwat hja der oan hiene. In nije kening? Mar koe in jonge de keningskroan drage? En hiene se dy namme wol goed forstien, Joas, út it hûs fan kening David? En doe bigriepen se it! Dus net alle prinsen wiene fallen de deis fan 'e moart, der wie noch in lytse Davidssoan, en Juda hie noch in takomst. En dêrmei briek de lûde jubel los en elk klapte yn 'e hannen foar de lytse kening. God hie syn folk dus net forgetten: de takomst wie oan Him en net oan Athalia mei har Baäls. En al lûder jubele it folk en sels yn it keningshûs wie it klear to hearren.

Athalia hearde it ek en it wie as fielde se dat der gefaer foar har drige. Hastich gyng se nei de timpel om to sjen hwat der oan wie. En wer waerd it stil op it folle timpelplein. Noch makke it folk romte foar har, sa siet de frees der yn, mar yn alle eagen blonk de haet. Wyld seach se om har hinne. En doe, tusken de spearen en skylden troch, smel foar de machtige pylder, seach se de jonge kening stean. In keningsmantel, in gouden keningsplaet... ‘Forrie!’ gûlde se. ‘Forrie!’ Strang en driigjend kaem it antwurd fan 'e preester: ‘Bring har bûten de timpel’. Doe stienen de soldaten al om har hinne en brochten har fuort. Hja wist dat dit har lêste reis waerd en yn har wylde wanhoop skuorde se har mantel. Bûten de timpel, by it keningshûs houden se har del.

En wilens, foar it alter des Heare, makken Joas en de âldsten fan it folk in fêst forboun. To-nei soene se net mear de Baäls tsjinje en gjin frjemde goaden soene se oait wer rikje: Juda soe wer as fan âlds it hillich folk fan God wêze. Dyselde deis brieken se de Baäls-timpel ôf, dy't to Jeruzalem wie en deaden de preester fan Baäl, Salang't Joas to jong wie om sels to regearjen, holp Jojada him en ek letter bleau de âlde hegepreester syn earste en bêste riedsman en harke de jonge kening trou nei him. Mar nei de dea fan Jojada waerd alles oars en hellen de foarsten fan Juda de kening oer om de Baäls to tsjinjen. Joas wist wol better, mar hy doarme al fierder by de Heare wei. Mear as ien kear stjûrde Hy syn profeten, mar de kening foroare him der net om en doe't op in kear Sacharia, de soan fan Jojada, him it oardiel oan sei, liet er him op it timpelplein stiennigje. En dat wie nou in soan fan de man, dêr't er alles oan to tankjen hie! Mar doe wie de mjitte fan Gods geduld ek fol en Hy joech de ûntankbere kening oer oan syn fijannen, oan de Arameërs. Mei in great leger triek Joas op tsjin in lytse binde, mar om't God net mei him wie, forlear er de slach. Doe't er wer thús kaem, mei swiere wounen, spanden in pear fan syn feinten tsjin him gear en formoarden him...

Sa stoar er yn syn sûnden, dyselde Joas, dy't God yn syn jonge jierren sa wûnderlik biwarre hie en dy't Er útkard hie om syn biloften wier to meitsjen oan syn feint David.

Hizkia

EN WER GYNGEN DE JIERREN foarby en de iene kening nei de oare klom op 'e troan fan Juda. Der wiene jonge en âldere by, forstannige en ûnforstannige, fromme en goddeleaze, mar fan 'e earste ta de lêste wiene se út it hûs fan David: de Heare hâldde syn bilofte dat David altyd to Jeruzalem in lampe hawwe soe. It wie ek allinne om dat wurd, dat de Heare it hûs fan David biwarre en net om't

al dy keningen Him tsjinnen en yn syn wet en wegen gyngen. Der hawwe keningen west yn Juda, dy't slimmer wiene as Achab en goddeleazer as Izébel.

Ien fan 'e allerslimsten hat Achas west, de soan fan Jotham. Hy wie tweintich jier âld doe't er kening waerd en yn 'e sechstjin jier dat er regearre hat, terge er de Heare mear as oait in kening fan Juda en Israël dien hie. Hwant net allinne dat er geiten bylden foar de Baäls makke, mar hy doarst it sels bistean en offerje ien fan syn soannen oan 'e god Moloch. Letter, doe't de kening fan Assyrië Damaskus ynnommen hie, reizge er dêr hinne om Tiglathpilezer hulde to dwaen en liet er yn Gods hillige timpel in alter sette foar Rimmon, de oarlochsgod fan Aram. En as wie dat alles noch net slimmernôch: oan 'e ein fan syn libben sette er alters op alle pleinen to Jeruzalem en liet er de timpel des Heare tichtspikerje. Mar wer, doe't it sa fier wie, kaem de Heare fanwegen en naem de goddeleaze Achas wei en joech oan Juda in kening dy't Him boppe alles leaf hie en dy't der alles foar oer hie om syn wet to dwaen en yn syn wegen to gean, lyk as destiids kening David. Syn namme wie Hizkia.

Ek Hizkia wie noch net âld doe't er kening waerd, noch mar fiif en tweintich jier, mar hy harke net nei de rie fan goddeleaze foarsten, mar gyng syn eigen wei. Mei alle moed bigoun er goed to meitsjen hwat syn heit Achas bidoarn hie. Noch gjin moanne siet er op 'e troan, of de sletten timpel waerd wer iepenbrutsen en de fornielde doarren makke en it duorre net lang of hiel it Godshûs wie wer rein en alle offerark suvere. Yn it hillich hûs fan God, foar it rikjend alter, fornijden kening en folk it âlde forboun mei de Heare en sûnt dy blide dei wie Juda wer op 'e nij hwat it wêze moast: Gods eigen, hillich folk.

Doe't de timpel wer suvere wie, woe Hizkia ek it Peaske-feest wer fiere en syn boaden gyngen troch hiele Juda om it folk to bieden ta it âld en hillich feest. Mar ek nei Israël gyngen de keningsboaden om ek it folk fan 'e tsien stammen op to roppen ta des Heare timpel en hoewol't de measten net woene en de spot mei har sloegen, kamen der dochs inkelden út Aser en Zebulon om it Peaske mei to fieren. Foar it earst nei al dy jierren stiene der yn 'e timpel to Jeruzalem wer mannen út Israël en it like as soe noch ienkear de âlde gloarje wer bigjinne út 'e dagen fan Salomo. It waerd in hearlik feest en doe't de sawn dagen om wiene, waerden se to riede om net útinoar to gean, mar om noch sawn dagen feest to fieren, in tankfeest foar al it goede dat har troch Gods genede barre mocht. En nei it feest gyng al it folk de stêdden fan Juda troch en hja fornielden de Baälsbylden en sloegen de wij-stiennen oan grús en houden de asjera's om; sels de alters fan Baäl brieken se en alle hichten waerden ûntwijd en fornield.

Mar al wie Hizka dan in kening dy't de Heare freze en al hie it folk fan Juda it forboun mei God fornijd, dêrom stie it der noch net bêst foar: donkere wolken kamen opsetten út it Easten, út it lân fan Assyrië. Hwat de profeet Jona yn syn tiid al oankommen sjoen hie, dat soe nou wierheit wurde: de Assyriërs kamen opsetten en fierden it folk fan 'e tsien stammen yn ballingskip. Yn 'e tiid fan Achas wie Juda al ûnder de kening fan Ninevé rekke en ek Hizkia moast elk jier in flinke skatting nei Assyrië bringe. It wie him tige yn 'e wei dat hy, de trouwe tsjinstfeint fan Israëls God, in fazal wie fan in heidensk kening en hy hope altyd noch dat it him ienris slagje soe, mei help fan oare folken en fan Egypte, om syn lân frij to fjochtsjen. De profeet Jesaja, dy't yn Jeruzalem wenne en faek by him kaem, warskôge him wol, dat er net op Egypte bitrouwe moast en dat er better die om him mar del to jaen ûnder Assyrië,

mar dat koe er hast net leauwe. De Heare soe him dochs fêst wol helpe, as it gyng om 'e frijdom fan folk en timpel? En op in kear, doe't de kâns gunstich like, stie Hizkia tsjin Assyrië op en bitelle er gjin skatting mear. Dat kaem sa:

It barde op in kear dat Hizkia siik wie: hy hie in swolm earne oan syn lichem en it like mar min mei him. Sels hie er lykwols by alle pine noch hope op betterskip: hy hie noch gjin soan en hy leaude fêst dat God him sa net weinimme soe. De Heare hie David tasein, dat der altyd ien út syn geslacht sitte soe op 'e troan fan Juda, dat hy koe net stjerre, ear't God him gjin bern jown hie. En doe op in dei stie de profeet Jesaja by syn bêd en sei: ‘Sa seit de Heare, jow bistel oan dyn hus, hwant dû silst stjerre en net libje’.

It wie in swiere slach foar Hizkia, dat wurd fan 'e profeet. Nou soe it hûs fan David dus dochs noch útstjerre en hwat bleau der dan oer fan Gods biloften? Hy koe it noch net leauwe en sadré't Jesaja de doar út wie, bigoun er to bidden. Miskien, as er mei ynmoed rôp, soe de Heare him hearre en him it libben skinke! En noch wie er oan it bidden, doe stie Jesaja al wer by him. Syn eagen blonken bliid doe't er tsjin de kening sei: ‘Sa seit de Heare, de God fan jim heit David: Ik haw dyn gebet heard, Ik haw dyn triennen sjoen, sjoch Ik sil dy better meitsje: mei trije dagen silstû wer opgean nei de timpel. Noch fyftjin jier silstû libje en as dyn fijân komt, de kening fan Assyrië, sil Ik dy forlosse út syn hân. En helje nou in figekoeke en liz dy op 'e swolm...’

Hizka wie sa bliid, dat er earst hast gjin wurden fine koe. Noch fyftjin lange jierren... It wie to moai... Noch baernde de koarts yn syn bloed en mei trije dagen soe er wer better wêze! O Heare, tocht er, Jo hawwe it sein, mar Jo wiene it ek dy't seine dat ik stjerre soe en net libje. Hwat moat ik nou leauwe? En earbiedich frege er, oft God him gjin teken jaen koe, dat er fêst witte soe dat it wier wie. Jesaja bûgde de holle. Hy koe neat tasizze, mar as God it woe... En dêrmei stiek er de holle op. Nou wist er dat de Heare ek dit gebet forheard hie. ‘Kies’, sei er bliid, ‘sil it skaed tsien graden foarútgean, of sil it tsien graden efterútwike op 'e sinne-wizer yn it park?’ Hizkia hoegde him net to bitinken. ‘Lit it skaed tsien treppen to-bek gean’. Dyselde deis noch barde dat machtich teken. It wie al let op 'e middei en de skaden waerden al tige lang; op 'e sinnewizer foel it skaed al hast oan ûnderen ta. Doe wie it oft de Heare God de sinne tobeksette oan 'e blauwe loft en tsien treppen roun it skead efterút. De minsken yn Jeruzalem koene har mar net bigripe, dat dy dei sa freeslik lang duorre en de slaven op it fjild seagen oan ien wei nei de loft. Mar de tredde deis wie Hizkia wer better en brocht er de Heare it tankoffer yn syn timpel.

It wûnder fan 'e sinnewizer en fan Hizkia's genêzing waerd fier oer de grinzen bikend en sels in kening út it fiere Babel, Merodach Baladan, stjûrde boaden om him lok to winskjen en to fornimmen nei dat frjemd natûr-forskynsel. Mar de boaden út Babel hiene ek noch in boadskip: hja fregen oft Hizkia der net foar fielde om op to stean tsjin Assyrië en yn boun mei Babel en gâns oare folken de striid oan to gean foar de frijdom. De kening fan Juda wie mar al to bliid dat it sa roun: hjir hie er al sa lang op wachte! Hy liet de boaden fan Babel alles sjen dat er hie: syn goud en sulver, syn soldaten en weinen, de oalje en de krúderijen en hy biloofde dat er syn bêst dwaen soe. Mei it fiere, sterke Babel as helper, doarst er alles oan...

En wer kaem de profeet Jesaja en foar it lêst warskôge er Hizkia. ‘Dû hast alles sjen litten oan 'e boaden fan Babel’, sei er strang, ‘mar der sil in dei komme dat al dy skatten, dyn oalje en dyn krûderijen, dyn wapens en dyn weinen, dyn soannen en dyn dochters fuortfierd wurde sille nei datselde Babel ta’. Hizkia bûgde démoedich de holle. ‘De Heare sil it wol it bêste witte’, sei er, ‘mar nou haw ik myn wurd jown en ik gean der net foar omlizzen’.

Net lang nei it bisyk fan Babels boaden, doe't yn Assyrië in nije kening oan it regear kaem, de grime en wrede Sanherib, stie Hizkia tsjin Assur op. In pear jier lang gyng alles goed: der gyngen gjin karavanen mei goud en sulver en fé nei Ninevé en it like as wie Juda foar goed frij. Mar it tredde jiers, nei't Merodach-Baladan forpletterjend forslein wie, triek Sanherib it Westen yn en foel er Juda oan. It hiele platte-lân rôve er leech en wol hûnderttûzen minsken út Juda sleepte er mei it Noarden yn. En wylst er sels mei de mannemacht it sterke Lachis bilegere, stjûrde er in lyts leger de kant

op nei Jeruzalem. Doe spiet it Hizkia, dat er net nei Jesaja harke hie - mar doe wie it to let.

Hy hie alles noch dien hwat mûglik wie om de grime fan Sanherib to bistiljen: hy hie him de boade dien dat er him tonei trou tsjinje soe en dat er ré wie om alles to biteljen dat de kening him oplizze soe. Sanherib hie de boaden birjocht mei werom jown dat it goed wie en dat er foar dizze kear tofreden wêze soe mei tritich talinten goud en trije hûndert talinten sulver. It wie in skriklike heap jild - hast fjouwer miljoen goune - en om it byinoar to krijen moast it timpelsulver útlevere wurde en waerd it goud fan 'e timpel-doarren snijd en doe't al dat jild nei de kening fan As-

syrië tôge wie, stjûrde Sanherib dochs syn soldaten noch.

It kaem goed út, dat Jeruzalem in sterke stêd wie en dat Hizkia de lêste jierren de muorren en poarten noch wer forsterke hie. De Assyriërs bisochten dan ek net om de stêd mei stoarm to nimmen en hja diene it har ek net oan tiid om it lang to bilegerjen. Hja wiene altyd noch bang dat de kening fan Egypte mei in great leger komme soe, wylst har eigen legers al gâns biklonken wiene en to fier fan it eigen lân ôf leine. Mar as hja it in bytsje snoad oanleine, miskien koene se dan dy Judéërs sa bang meitsje, dat hja de stêd oerjoegen. Dat sa kaem it, dat op in goede dei de greatfizier fan Sanherib mei noch in pear hege amtners foar de poarte fan Jeruzalem stie. It wie dúdlik dat hja net kamen om to striden, mar dat hja in boadskip oer brochten fan har hear en Hizkia wiisde trije fan syn tsjinners oan om har to wurd to stean, boppe fan 'e muorre ôf.

De greatfizier die sels it wurd; hy rôp sa lûd as er koe en mei opset sin brûkte er de tael fan Juda, dat ek de soldaten op 'e muorre him hearre koene. Hwant as it der op oan kaem, hie er gjin boadskip oan Hizkia alderearst, mar oan it folk yn 'e stêd om dat bang to meitsjen en om har op to stokeljen tsjin har hear. Hy kaem der dan ek tige moai mei oan, de falske Assyriër. Hwerom wiene de mannen fan Jeruzalem dochs sa bang fan de greate kening, fan Sanherib? Hwerom sieten de poarten sa stevich ticht en hwerom wie der sa'n soldate-folk op 'e muorre? O, hy bigriep it wol: hja wiene bang dat hja út har lân brocht wurde soene en fuortfierd nei Assyrië, lyk as it ek gien wie mei it folk fan Israël. Mar wie dat dan sa slim, dat de greate kening har meinaem nei in lân dat neat minder wie as har eigen, nei in lân fan nôt en druven, in lân fan oalje en hunich, in lân fan keppels en wynbergen? Dêr, yn Assyrië, koene se rêstich libje en hjir yn Jeruzalem, hjir wachte har in wrede dea.

Of leauden se miskien noch hwat Hizkia har wysmakke, dat hja net stjerre soene, mar dat de kening fan Egypte har forlosse soe? Moast men der net om laitsje? Egypte, dat wie gjin sterke stêf om op to steunen - it wie oars net as in brutsen reid en dy't der op line, krige de skerpe punt troch de hân! Mar Hizkia sei miskien dat er op 'e Heare bitroude? Ek dat soe him neat jaen! Hoefolle greate, machtige riken hiene de Assyriërs al net oerwoun? As dy goaden it net hâlde koene tsjin Sanherib, hwat soe dy god fan it lytse Juda dan bigjinne? En bûtendat, koe it net ris sà wêze, dat dy god forgrime wie op syn eigen folk, lyk as er wol faker west hie? As har *eigen* god nou Sanherib ris roppen hie om har to straffen, hwat dan? Wie it dan net fierwei it bêste om net mear nei Hizkia to harkjen, mar de poarten iepen to setten en har to skikken ûnder de skepter fan Assur?

It waerd stil doe't de greatfizier syn boadskip sein hie. Net ien doarst in wurd tsjin him sizze, mar hwat er sein hie heakke yn it hert fan dy soldaten as in angel yn in woune. As it nou ris wier wie, hwat dy Assyriër sei? En de tsjinners fan 'e kening gyngen nei it paleis mei toskuorde klean en fortelden him hwat de greatfizier sein hie. Hizkia waerd kjel, doe't er it hearde. Net fansels om't er de moaije wurden fan 'e Assyriër leaude, mar allinne om't er him sa goed bigripe koe, hwat de soldaten der fan tochten. Hy seach mar ien ûtwei mear: hy moast bidde ta God. En ek hy toskuorde de mantel en mei de rou-doek om 'e heupen gyng er nei de timpel en geat er syn hert foar de Heare út.

Doe stjûrde er boaden nei Jesaja, om to freegjen oft dy ek in Godswurd hie en oft der útkomst komme soe. Jesaja antwurde: ‘Sa seit de Heare: Wês net bang foar de kening fan Assyrië, hwant ik sil him weromgean litte nei syn lân en dêr sil er falle

troch it swurd'. Doe wist Hizkia dat syn gebet forheard wie en rêstich wachte er ôf hwat de Heare dwaen soe. It wurd fan Jesaja kaem nei en net lang dêrnei reizge de greatfizier yn alle haest nei syn hear. Der waerd sein dat in kening út Egypte úttein wie om Sanherib oan to fallen en nou woe er witte, hwat er dwaen moast.

Noch ien kear bisocht Sanherib it mei Hizkia. Dizze kear liet er him brieven bringe, brieven dêr't er de Heare yn lastere en syn hillige namme yn húnde en Hizkia gyng mei de brieven nei de timpel en spraette se út foar God. Mei ynmoed smeke er oft de Heare him helpe woe, de Heare, dy't ommers machtiger wie as de goaden fan alle oare lannen, dy't oars net wiene as hout en stien, it wurk fan minskehannen.

Doe't er thús kaem, wie der ek it antwurd

fan God. De profeet Jesaja die Hizkia de boade en liet him sizze: ‘Sa seit de Heare fan Assyrië's kening: Omdatstû dy tsjin My tjirge hast, en dyn oerdwealskens yn myn earen kommen is, dêrom sil Ik dy in ring op 'e noas sette en dy myn bytling tusken de lippen dwaen en Ik sil dy werombringe troch de wei dystû kommen bist! En yn dizze stêd sil er net komme, noch der in pylk yn sjitte, noch har bistoarmje mei in skyld, noch der in skâns tsjin opsmite’.

Dyselde nachts stjûrde de Heare syn boade troch it leger fan Sanherib en de ingel sloech hûndert fiif en tachtich tûzen man. Doe't de oare moarns yn 'e tintekampen, by Jeruzalem, by Libna, yn it lân fan 'e Filistinen, oeral dêr't Sanherib soldaten hie, de trompetten gyngen, kamen de measten net oerein. Yn elke tint wiene deaden en it machtige leger wie neat mear wurdich. Biskamme kaem de kening fan Assyrië werom yn syn lân. Hy hie de Heare, de God fan Juda lastere; nou hie er dan sjoen hoe great Syn macht wie.

Yn Juda en Jeruzalem en yn it hûs fan Hizkia wie greate blydskip om dizze wûndere forlossing.

De lêste kening

NEI DE DEA FAN 'E FROMME kening Hizkia folge syn soan Manassa him op. Hy wie noch mar tolve jier doe't syn heit kaem to stjerren, mar it die al gau bliken dat er yn neat op him like. De Baälshichten dy't ûnder Hizkia sljochte wiene, boude hy wer op en yn 'e timpel des Heare sette er de bylden foar de sinne, de moanne en 'e stjerren. Mar noch slimmer dingen die er: oeral yn it lân stelde er wiersizzers oan en hy joech him ôf mei duvelskunstners en sok folk en yn 'e delling fan Hinnom offere er syn bern oan 'e Moloch. Dat net allinne wie er goddeleazer as hokker kening fan Juda of Israël, mar ek it hiele folk rekke troch him op 'e forkearde wei. It woe Juda altyd wol oan, it rikjen oan 'e frjemde goaden, mar nou't de kening har yn 'e sûnde foargyng, wiene der mar inkelden dy't de God fan 'e âffears trou bleauwen. En sokken wiene net folle mear yn tel en soms waerden se fordrukt en forfolge. De straf bleau net út. Manasse, dy't jierren lang in trou fazal west hie fan 'e kening fan Assyrië, rekke op in kear tsjin syn hear yn opstân en waerd, mei in heak troch de noas, as in finzene nei de stêd Babel brocht, dêr't doedestiids de Assyriërs ek baes wiene. In dy bittere skande kaem er ta ynkear en doe't er letter wer yn Jeruzalem kaem en wer kening waerd, die er al syn bêst om syn lân wer to suverjen fan 'e frjemde alters, dy't er sels oprjochte hie. It slagge him net om syn folk wer mei to krijen; sels waerd er bihâlden, mar Juda libbe yn 'e âlde sûnden fierder en it ûnwaer fan Gods grime kaem al tichterby.

En aloan kamen der profeten dy't it oardiel oankundigen en it folk warskôgen, mar de mannen fan Jeruzalem harken net nei har. Hja leauden it ienfâldich net dat de Heare har oerjaen soe yn 'e macht fan 'e heidenen. Hja wiene syn folk dochs en syn timpel wie by har en syn hillige ark en as Juda ûndergyng, hie Er gjin lân en gjin folk mear. En hwat is in God sûnder lân en sûnder timpel? En bûtendat, der wie in âld forhael dat Er oan David biloofd hie dat der altyd ien fan syn soannen sitte soe op 'e troan fan Jeruzalem! En deselde minsken, dy't de Heare op it slimste tergen en syn wurd fortrapen, doarsten ek noch sizze: ‘Wy binne Gods folk en Hy sil fanwegen komme en ús úthelpe’.

De soan fan Manasse, Amon, wie net folle better as syn heit, mar hy wie noch mar twa jier kening, doe waerd er al formoarde. En wer hong de takomst fan Davids hûs oan in lytse prins, in jonge fan acht jier. De moardner krige de kâns net om sels de troan to biklimmen: it lân-folk makke de lytse Josias kening en syn tsjinners regearden it lân, sa lang, oan't er sels it biwâld oernimme koe. Doe die it bliken dat de jonge kening net nei syn heit útskaeide: hy tsjinne trou de Heare en gyng yn 'e wegen fan kening Hizkia. Mei de strange hân bigoun er Juda to suverjen fan alters en hichten en bylden; de alters waerden omkappe dêr't hy by stie en de bylden mei mokers oan grús slein. Sels oer de grinzen fan Juda triek er, nei it lân fan 'e Samaritanen en ek yn Bethel briek er it alter en it byld fan it gouden keal en sa makke er it Godswurd wier dat oer dat alter sprutsen wie yn 'e tiid fan Jerobeam, de soan fan Nebath.

Doe't er syn lân alhiel suvere hie en de timpel des Heare reinige, rôp er it folk op om to Jeruzalem to kommen en mei út har namme gyng er op 'e nij it forboun oan mei de Heare. Sa wie Juda noch ien kear, hwat it yn âlde dagen west hie: it folk fan God en it like oft alles noch goed komme soe. Mar noch net ienris fjirtich jier âld stoar Josia yn 'e striid tsjin Necho, de kening fan Egypte, en nei him hat der gjin kening wer west dy't de Heare tsjinne. De goed tritich jier fan syn biwâld hat de lêste kâns west foar it oerhearrich folk, in lêste úterste genede fan God. De mannen fan Juda hawwe it net forstien: nei de dea fan Josia kearden se har foar goed fan 'e Heare ôf.

De soan fan Josia, Joahaz, hie noch mar trije moanne kening west, doe't de Farao him ôfsette en nei Egypte brocht; syn broer Jojakim folge him op. Alve jier lang siet dizze soan fan 'e fromme Josia op 'e troan en die hwat kwea yn des Heare eagen wie. Elk jier moast er in swiere skatting nei Egypte bringe en wylst it lân útrûpele waerd om it byinoar to krijen, libbe de kening mei syn freonen yn greate wielde. De earmen waerden fordrukt, de slaven mishannele, en ûnskuldich bloed waerd to Jeruzalem forgetten as wetter.

En doe kaem de straf: út it fiere Babel wei kaem in jong en moedich fjildhear opsetten en bisingele Jeruzalem. Om 'e nocht seach kening Jojakim út om help nei Egypte. Yn 'e striid bûten de stêd foel er yn 'e hannen fan 'e fijân en yn 'e fêsting folge syn soan Jojachin him op. Mar trije moannen koe dy it folhâlde, doe joech er him mei al syn hege amtners oan Nebukadnezar oer en foar it earst trieken de Chaldéën - sa waerden de biwenners fan Babel al folle neamd - de stêd fan God yn.

Nebukadnezar forwoaste de sterke fêsting net en briek de muorren net del. Jeruzalem en Juda koene him noch fan pas komme yn 'e striid tsjin Egypte en hy stelde Mattanja, de broer fan Jojachin, oan as kening. Sa bleau Juda dus noch in apart lân, al wie de kening dan ek oansteld troch in frjemde hearsker en al moast er dwaen hwat de kening fan Babel him hiet.

Hwant dat hie Nebukadnezar de nije kening goed oplein: hy mocht noait wer om help omsjen nei Egypte en hy moast yn alles Babel trou bliuwe. As er dat die, mocht er oan syn dea ta kening bliuwe en dan soe Nebukadnezar him goed bihannelje. Mar as er it weage en stean op tsjin syn hear, de kening fan Babel, dan soe er de dea stjerre en gyng syn stêd yn flammen op. Hy hie mar to kiezen... Mattanja biloofde alles en om wis to wêzen liet Nebukadnezar it him biswarre mei djûre eden yn 'e namme des Heare. En dat er altyd om syn eden tinke soe, joech er him in nije namme: ‘Sédekia’, dat bistjut: ‘de Heare is myn gerjochtichheit.’ Doe reizge de Chaldéër gerêst werom nei syn stêd en syn lân: it lytse Juda, ûnder syn nije kening, soe him in fiere foarpost wêze tsjin it lân fan Egypte en Sédekia soe noait tsjin him opstean. Ien dy't sok in eed dien hat yn 'e namme fan syn eigen god, dy brekt syn keningswurd net!

Dat tocht Nebukadnezar, hwant hy wist net hoe faek de keningen fan Juda al net tsjin de Heare har God yngien wiene. De heidenen, dy hâldden fêst oan har goaden, mar de mannen fan Juda diene sa faek hwat de Heare forbean hie! En ek Sédekia forbriek de eed-fan-trou dy't er sward hie en makke Juda los fan Babel. Wer reizgen syn boaden nei it lân fan 'e Farao en wer frege er Egypte om help. De kening fan Egypte woe him graech byspringe en biloofde him fan alles: hy wie dochs net fan doel om syn wurd to hâlden, dat dan kin men sachts hwat bilove.

Doe't Nebukadnezar hearde dat Sédekia dochs noch opstien wie, woe er it earst hast net leauwe. Koe in kening, mei sokke swiere eden, mei sok in namme, syn wurd

brekke? Doe't er biwizen hie, lôge syn grime op. Hy soe dy falske forrieder wol krije en dy stêd soe er fan de ierde fordwaen. Ien kear hie er har leaud - foar de twadde kear kaem it him net wer oer. It soe miskien net maklik gean, Jeruzalem wie sterk en op 'e bergen boud, mar al moast it in jier, of twa jier duorje, hy soe rjochtdei hâlde oer dy eedforbrekkers! Hy wie ûndertusken sels kening fan Babel wurden en mei hiel syn legermacht triek er it westen yn; der wiene mear keningen dy't tsjin him opstien wiene en dy soe er yn 'e selde reis kastije. It wie de tsiende moanne fan it njoggende jier fan Sédekia, dat er Jeruzalem ynsleat en alle wegen ôfsette.

En yn 'e faeije stêd siet kening Sédekia op 'e troan en siddere foar de wraek fan 'e Chaldéër. Hwerom hie er it ek weage en brek syn fasalle-eed? Hie er mar net nei syn tsjinners, de foarsten fan Juda, harke! Dy hiene him tsjin Babel opset en him foarpraet dat de Farao fêst komme soe om him to helpen, mar de Farao kaem net! Egypte soe altyd helpe, mar it kaem der noait fan! As dit nou de ein ris waerd, it bigjin fan de ûndergong? En hy liet, syn rie to'n ein, de profeet Jeremia roppe, in Godsman, dy't ek to Jeruzalem wenne en dy't him altyd warskôge hie om net tsjin Nebukadnezar to bigjinnen. Hy frege hwat him der fan tocht. Jeremia sei dat der mar ien wei wie: de poarte iepensette en de kening fan Babel hulde dwaen. En as hja dat net woene, as hja oan 'e ein ta folhâldden, dan soe de stêd ûndergean en de kening en syn tsjinners soene falle troch it swurd! Sédekia woe it wol, it like ek him it bêste ta, mar soks koe er allinne net dwaen, de foarsten hiene ek hwat mei to sizzen en dy woene gjin praet fan oerjaen hearre.

Hwant nou noch, mei de Chaldéërs foar de muorren, leauden se fêst dat alles goed komme soe. Juda wie it âlde Godsfolk, de timpel wie it hûs des Heare, de Heare soe wis fanwegen komme en dy greatske heidenen slaen. En it wurd fan Jeremia, dy sombere profeet? Dêr hoegde fansels gjinien him oan to steuren, dat wie in forrieder dy't it tomûk mei de fijân hâldde; hwa wist waerd er der net foar bitelle!

En net lang hie de stêd noch bisingele west, doe like it der op dat hja gelyk krije soene: op in goede dei seagen de soldaten op 'e muorre, dat it leger fan 'e Chaldéërs ôfmarsjearde, it Suden yn. De foarsten laken breed. Hwer bleau dy Godsman nou mei syn praetsjes? De Chaldéërs wiene fuort en Jeruzalem wie frij. Hy moast him skamje, dy Jeremia, dat er sokke dingen sein hie. En doe't de profeet op in goede dei de poarte út soe, om 't er foar saken nei Bethlehem moast, hâldden se him oan. ‘Dû wolst dyn freonen, de Chaldéërs efternei’, seine se, ‘om oer to rinnen nei de fijân’. It joech neat oft Jeremia der tsjin ynlei, hja namen him mei en setten him yn it tichthús en kening Sédekia doarst der neat fan to sizzen.

Fansels krige de profeet mei koarten dochs gelyk; it leger fan Nebukadnezar kaem werom en op 'e nij waerd de stêd ynsletten. Nou koene de foarsten dan mar sjen dat hja mis west hiene en dat Jeremia it goed sjoen hie. Mar ynpleats dat hja har ûngelyk wêze woene, forhellen se it op 'e profeet en setten se him yn in oare finzenis: in soarte fan tsjustere kelder dêr't in pear djippe kûlen wiene. It wie in freeslik plak om to sitten: der foel gjin strieltsje ljocht nei binnen en as er ien misstap die, koe er yn 'e djippe kûle falle en stjerre yn it sûgjend slyk. Dat hy doarst suver gjin stap to forsetten en sels as er him deljoech om to sliepen op 'e kâlde, klamme flier, doarst er him net forwege. Mar sels yn dy greate need forgeat de Heare syn tsjinstfeint net.

Op in kear liet de kening Sédekia him út 'e kelder helje en frege oft er dan alhiel gjin hope mear wie? Noch ien kear sei de trouwe tsjinstfeint des Heare him it oardiel oan. ‘Der is in Godswurd, o kening: Jo sille yn 'e hân fan 'e kening fan Babel jown wurde, dat jow nou daliks de stêd oan him oer en hy sil jo it libben sparje. Mar as Jo de poarten net iependogge en oan 'e ein ta stride, dan sil er jo in wrede dea stjerre litte!’ Sédekia huvere. As er mar doarst, dan soe er him deselde deis noch oerjaen, mar hy skamme him foar de foarsten fan Juda. Miskien wie Jeremia to somber en foel it allegearre noch hwat ta. Yn elk gefal soe er de profeet net straffe; de man miende it goed, dat leaude er fêst. En doe't de Godsman him mei klam frege om in oar plak as dy donkere kelder, dêr't er alle ûren fan 'e dei yn deadsgefaer wie, foun er dat ek

goed. Jeremia waerd oerbrocht nei it Foarhôf fan biwar, dêr't er him frij biwege koe en dêr't er sels noch prate koe mei de soldaten fan 'e wacht en mei boargers dy't dêr boadskip hiene.

It duorre lykwols net lang, doe hearden de foarsten dat Jeremia yn it foarhôf noch profetearre tsjin 'e mannen fan 'e stêd. Forgrime gyngen se nei de kening ta. ‘Kin dat nou sa mar’, fregen se, ‘dat dy forrieder it folk fan Jeruzalem opstokelet om nei de fijân oer to rinnen? Tsjin elk dy't it mar hearre wol, seit er, dat hja oerrinne moatte nei de Chaldéërs en dat hja oars omkomme sille troch it swurd of troch de honger, of troch de pest. Wylst wy in striid op libben en dea tsjin de heidenen fiere, fait dy man ús yn 'e rêch oan en makket er

de hannen fan it folk slop! Hy moat stjerre, dy forrieder!'

Sédekia suchte. Yn syn hert hie er respekt foar de moedige Godsman en wie er bang foar him, mar hy doarst ek net tsjin de foarsten yn to gean. 'Toe dan mar', sei er wurch, 'ik kin dochs net tsjin jimme op; doch mar hwat goed yn jimme eagen is'. Dyselde deis noch hellen se Jeremia op en sleepten se him nei de kûle dy't yn it foarhôf wie. Mar dizze kear soene se it der net op oan komme litte en wachtsje ôf oft er ek yn 'e kûle foel; hja sleepten him nei de rânne en smieten him yn 'e djipte. Der stie gjin wetter mear yn dat makke, mar wol in tsjûke laech slyk. En dêr stie de Godsman yn 'e weake modder en wachte op 'e dea dy't komme moast. Ien kear moast er falle, fan wurgens of fan honger en dat waerd dan de ein! En it slimste fan alles wie noch dat syn eigen folk him dit oan die, dat folk dat er yn alle illinde noch sa hertstochtlik leaf hie.

Mar wylst de profeet dêr yn dy donkere kûle wachte op 'e dea, wie dêr boppe yn it keningshûs al in man drok dwaende om him to helpen. It wie gjin Judéër dy't mei syn lot bigien wie, mar in Moarman dy't yn tsjinst fan 'e kening stie. Doe't er hearde dat de Godsman yn gefaer fan syn libben wie, bitocht er him net, mar gyng er fuortdaliks nei de kening. 'Dy mannen hawwe net goed dien, o kening, dat hja Jeremia yn 'e kûle wurpen hawwe, dêr't er omkomme moat fan honger; jow my dan nou bifel en ik sil him der úthelje'. De wiffe kening harke ek nei de Moarman. Op syn bifel hiene de foarsten Jeremia yn 'e kûle smieten en op syn bifel helle Ebed Mélech him der wer út. Mei touwen hysten se him op út it slyk en wer mocht er him frij biwege yn it foarhôf. Elke dei brochten se him in bôle út 'e bakkersstrjitte.

En doe kaem der in dei dat de bakkers yn Jeruzalem neat mear hiene to bakken: it lêste moal wie op. De honger wie net mear to dragen. De memmen hiene neat mear foar har kritende berntjes, de riken sochten op 'e skerne om ôffal dat noch to iten wie. Der wiene froulju dy't mei eigen hân har soannen slachten.

En noch woene de foarsten de stêd net oerjaen. De Heare soe har op it lêst noch úthelpe, krekt lyk as it bard wie yn 'e dagen fan Hizkia. Elk dy't it weage om oer to rinnen nei de fijân waerd by de poarte delhoud. En elke dei stoarren der mear minsken; de pest briek út en de deaden koene net mear bigroeven wurde.

It wie op in dei yn 'e fjirde moanne dat de Chaldéërs in bres yn 'e Noardermuorre sloegen. De úthongere soldaten koene har net mear keare en alles flechte nei de boppestêd, dêr't in twadde muorre wie. It koe net lang mear duorje; der wie gjin iten mear foar al dy minsken en de Chaldéërs beukten op 'e binnen-muorre. Doe woene de foarsten it dan einlings leauwe en doe tochten se oan it wurd fan Jeremia. Hja hiene de Heare forlitten: nou forliet Hy har. En sels doe hiene se noch de moed net om de stêd oer to jaen. Op in tsjustere nacht, doe't de Chaldéërs in oanfal diene op 'e muorre, flechten de kening en syn tsjinners troch de Suderpoarte. Yn dizze uterste need lieten se har folk yn 'e steek. Mar it holp har net: de fijân murk al gau hwat der geande wie en sette har út alle macht nei. Ticht by de Jordaen krigen se kening Sédekia en sloegen him yn 'e boeijen. Alhiel nei Ribla brochten se him, fier yn it Noarden, hwant dêr hie Nebukadnezar wachte op 'e fal fan 'e stêd. Mei syn soannen stie de kening fan Juda foar de grime Chaldéër. Nou woe er wol dat er noait opstien wie, dat er earder nei Jeremia harke hie, dat er net sa bang west hie foar syn eigen

tsjinners. Mar nou wie it foargoed to let! Hja namen syn soannen en deaden se foar syn eagen en doe stieken se him de eagen út en fierden him sa nei it fiere Babel...

En wilens hâldden de soldaten fan Nebukadnezar rjochtdei yn Jeruzalem. Wiken oan-ien gyng it moardzjen troch en it bloed roun as wetter de skeane strjitten lâns. De timpel waerd leechhelle en alle gouden en sulveren ark waerd nei Babel brocht en ta bislút brieken se de muorren del en baernden de huzen op. Hiel de stêd waerd in púnfal en doe hellen se alle minsken dy't noch libben op en namen se mei nei Babel. Allinne de earmsten mochten yn it lân bliuwe en oer har stelde Nebukadnezar in stéhâlder oan: Gedalja, de soan fan Ahikam. Ek Jeremia mocht yn syn lân bliuwe en hoegde net mei nei Babel. De Moarman Ebed Mélech bleau ek yn libben.

Letter waerd de steedhâlder Gédalja troch

in haedman formoarde en flechte elk dy't noch yn Juda oerbleaun wie, nei Egypte. Dêr binne se allegearre wei-wurden en dêr is ek Jeremia stoarn.

Sa wie der dan fan it âlde folk fan God neat mear oer bleaun yn it lân dat de Heare har âffears jown hie. It ryk fan Israël wie ûndergien en syn biwenners wiene weiwurden yn Assyrië; nou lei ek it lân fan Juda forlitten en wyld.

En dochs wie der by alle illinde noch in treast foar hwa't yn God leauden: de ballingskip fan Juda soe net foar altyd wêze. Mear as ien profeet hie der fan sprutsen dat de Heare syn folk werom bringe soe út it frjemde lân, dat de stêd Jeruzalem wer opboud wurde soe en dat der wer in nije timpel stean soe yn 'e nije stêd. Né, dizze ûndergong wie dochs de ein net; der soe ien kear in omkear komme, in nije opgong, in blide bloei. En hwa't dat nou mar leaude, hwa't him fêsthâldde oan Gods biloften, dy gyng net sûnder hope de mars nei Babel oan. Fansels, de mars waerd der net koarter fan, de skande net lichter, mar it wie dochs in treast, to tinken dat it folk fan Juda ien kear wer thús komme soe en dat har bern noch in takomst hawwe soene. En in inkelden-ien, as er weromseach nei de púnfallen fan syn stêd, koe laitsje troch syn triennen hinne. It soe dochs Gods stêd wer wurde, it âlde Jeruzalem...

Mar by al dy tûzenen dy't de reis oangyngen nei it fiere lân, wiene der net folle dy't it sa sjen koene...

De fjouwer pages

DE EARSTE KEAR AL DAT NEBU-kadnezar Jeruzalem bilegere hie, yn 'e dagen fan Jojakim, de soan fan Josia, hie er jonges nei Babel bringe litten om se op to lieden ta de tsjinst yn syn paleis. Fansels hie er oars boaden en slaven genôch, mar de keningen stelden der doedestiids in eare yn, om ek prinsen en eallju út oare lânnen yn tsjinst to hawwen en dan koe sa'n machtich hearsker as Nebukadnezar, dy't al sa folle folken oerwoun hie, net binefterbliuwe. Dat hy hie Aspenas, de oerste fan syn hôftsjinners, opdroegen om jonges út to sykjen, jonges dy't soun fan lea wiene en tsjep fan gesicht en mei in klear forstân en dy't famylje wiene fan 'e kening of, op syn minst, fan adel. Dy moasten dan nei Babel oerbrocht wurde en noch trije jier leare, ear't de kening har brûke koe as syn pages.

It wie wol in swier stik foar dy jonge bern - âlder as fjirtjin jier sille se wis net west hawwe! - om by har âlden wei en nei in frjemd, fier lân to gean en dêr de hearsker to tsjinjen, dy't har folk en har stêd oerweldige hie. Mar krekt om't hja sa jong wiene, koene se der ek net lang oer ynsitte en doe't de triennen fan it lêste ôfskie opdroege wiene, lokke it aventûr yn it fiere, frjemde lân. Aspenas paste goed op har, ûnderweis, en der wie sa folle nijs to sjen yn 'e streken dêr't hja troch kamen. Hja hiene wier gjin tiid om lang ûnwennich to wêzen...

Der wiene fjouwer jonges by dy't opbrocht wiene yn 'e tsjinst des Heare; Daniël, Hananja, Misaël en Azarja hieten se en hja hiene har âlden biloofd dat hja ek yn it fiere lân de God fan Israël trou bliuwe soene. It soe net maklik wêze om de wet fan Mozes to hâlden oan it hôf fan in heidensk kening, mar de Heare wie ek yn it frjemde lân en Hy koe har helpe. Hja praetten der oer mei har maten, mar dy laken der hwat om: de wet des Heare, dy hiene se to Jeruzalem al net hâlden, dat lit stean yn it lân fan Babel! Hja woene sjen om foarút to kommen yn 'e wrâld en hja soene wol oppasse, dat hja it dy Chaldéërs nei it sin makken. Miskien moasten se Bel wol tsjinje, de god

fan Babel; as it net oars koe, dan soe dat him ek wol wer rêdde. En in machtich god wie it yn elk gefal, oars soe Nebukadnezar net sa folle folken ûnder syn skepter twongen ha...

En fuort de earste deis dat hja to Babel wiene, kaem it der al op oan foar de fjouwer jonges. It slimste wie noch net dat Aspenas har nije nammen joech en dat hja nou to-nei Beltsazar en Sadrach en Mesach en Abed-Nego neamd waerden; dat soe fansels wol wenne, al hoe frjemd it har earst yn 'e earen klonk. Mar doe setten de feinten fan Aspenas it iten op: brea, mei fleis en in beker wyn. It brea mochten se wol ite, mar it fleis wie fansels oan 'e goaden wijd en de wyn wie offer-wyn. De

oare jonges lieten it har goed smeitsje, mar hja mochten it net ite. En as hja it nou fuort de earste deis net stean lieten, dan hoegden se der letter net oer to bigjinnen. Doe gyng Daniël nei foaren op 'e meltzar ta, de keamerhear, dy't har bitsjinje moast. Moedich stie er dêr, in smelle, bihindige knaep, foar dy hege hear en frege oft hja frij mochten fan fleis en wyn. Dizze spizen wiene net neffens de wet fan har God, dat as hja ynpleats griente hawwe mochten en wetter út 'e saed...?

De meltzar hearde der al nij fan op: sok skoander iten, itselde dêr't de kening fan krige en dêr't sa'n flyt op dien wie! Mar it wie oars ek wer flink fan sokke jonge jonges, dat hja sa foar de eare fan har god opkamen en dat hja soks freegje doarsten. Hy woe syn bêst wol foar har dwaen, mar doe't er der oer praette mei Aspenas, woe dy der neat fan witte. De kening hie sels foarskreaun hwat hja ite moasten en dat mocht hy sa mar net foroarje. As de trije jier om wiene, moasten se foar him forskine en as hja der dan minder útseagen as de oaren, dan koe it him, Aspenas, it libben kostje. Nebukadnezar wie strang, as er murk dat syn feinten de wetten brieken. Mar de jonge Daniël liet it der noch net by sitte. As hja it nou ris tsien dagen mei har bisochten en jow har griente ynpleats fan fleis en wetter ynsté fan wyn, dan koene se altyd noch sjen hoe't it like, of't hja der wier minder útseagen. De meltzar glimke. Dy fjouwer jonges, dêr koe mannich man noch in foarbyld oan nimme. En it wie sa, dy tsien dagen dat koe noait folle kwea, dat ieten se wol oer yn trije jier. Hy naem it fleis en de wyn foar har wei en sette griente en wetter op. Noch noait, sels net yn it hús fan har âlden to Jeruzalem, hiene se sa lekker iten...

Doe't de tsien dagen om wiene, kaem Aspenas sels om har to skôgjen. Hy sette har njonken de oaren en doe die it bliken dat hja der neat minder útseagen, ja, dat hja earder noch glânziger wiene as har maten en Aspenas joech har frij om to-nei altyd wetter en griente to brûken ynpleats fan 'e offerspizen. De fjouwer jonges wiene tige tankber; hja namen it as in teken dat God har ek yn it frjemde lân seingje woe, en al de trije jier dat hja yn oplieding wiene, diene se goed har bêst. En it wie net sa'n bytsje dat Aspenas har leare liet: de tael en it skrift fan 'e Chaldéërs, de wittenskip fan biswarders en tsjoenders, it geheimskrift fan 'e stjerren, alles dat yn 'e boeken fan Babel stie.

Oan 'e ein fan 'e trije jier brocht Aspenas har sels foar de kening. Nebukadnezar praette mei allegearre apart, mar it die al gau bliken dat de fjouwer freonen mear wisten as alle oaren en yn in hiele bulte dingen mear as de wizen sels. Alle fjouwer kamen hja as pages yn tsjinst fan 'e kening en dy hie Daniël en Sadrach, Mesach en Abed-Nego heger as alle oaren.

Mar ek de Heare seach yn gunst op syn trouwe tsjinners del en seinge har yn it nije wurk en Daniël joech er fisioenen to sjen en dreamen út to lizzen. Sa hie Nebukadnezar, sûnder dat er it sels wist, in profeet des Heare oan syn hôf.

Daniël, de profeet

IT SIL YN IT TOLFTE JIER FAN SYN regearing west ha, dat Nebukadnezar op in joun net sliepe koe. It joech neat oft er de eagen al stiif ticht-knypte en deastil lizzen bleau: hy moast oan ien wei tinke oan 'e takomst en hoe't it letter mei Babel komme soe. Yn dizze tolve jier hie er syn ryk sterk makke en great; de âlde fijân, Assyrië, wie foargoed forslein en yn 'e wide wrâld wie gjin folk mear dat him gjin skatting brocht en gjin kening dy't tsjin him stride doarst. Mar hoe soe it letter gean, as hy der net

mear wie? Soene de goaden him in soan jaen dy't like sterk wie en like wiis as hysels? Soe syn stêd, it greate Babel, de haedstêd bliuwe fan 'e wrâld? Soene de bou-wurken dy't hy oprjochte hie en de timpels en paleizen dy't er noch bouwe soe, de ieuwen forduorje? Bytiden wie er der neat net gerêst op: it barde wol faker dat in soan bidoar hwat syn heit yn lange jierren en mei muoite opboud hie.

Hy koe fansels de wizen freegje, de wiersizzers en de gelearden dy't yn 'e stjerren lêze, mar koe er der op oan hwat dy seinen? Wisten se wier de geheimen fan 'e takomst en de forburgen wil fan de ivige goaden? Of bitochten se mar hwat en seine se oars

net as hwat hy graech hearre woe? Hja koene it wakker moai sizze, dy gelearde mannen, en hja ieten en dronken der goed fan, mar hy fortroude se mar heal!

Sa lei er lang to tinken yn 'e stille keamer by it ljocht fan 'e gouden lamp. It wie al let, doe't de sliep him oermânsk waerd en de oare moarns wie er al bitiid wer wekker. Hy wie klam fan swit en it hert sloech him, sa frjemd hie er dreamd. En nou't er der goed oer neitocht, leaude er fêst dat it net sa mar in dream wie, mar dat it hwat bitsjutte. It moast in dream wêze dy't him sels oangyng, it hie hwat to meitsjen mei de takomst fan syn ryk, miskien wie it wol it antwurd fan 'e goaden op syn fragen fan 'e foarige jouns. Yn elk gefal moast er nou de wizen komme litte. It soe him al binije hwat hja hjir fan makken.

En doe ynienen bitocht er him, dat dit in moaije gelegenheit wie om de wizen to hifkjen. As er har nou ris oplei om him net allinne de bitsjutting, mar ek de dream sels to fortellen? De útlizzing, dat koe men dochs noait neigean, dat koene se sels wol optinke, mar de dream, dy wist er noch skoan; fan datoangeande koene se him neat wysmeitsje.

En wylst de boaden de stêd trochgyngen om de wizen nei it keningshûs to bieden, bitocht de kening hwat er krekt sizze soe. As hja de dream net wisten, dan wie it dúdlik dat it allegearre bidragers wiene en dat hja net yn forbining stiene mei de goaden. Mar dan hiene se him al dy jierren mar hwat wys makke en dan woe er se gjin dei langer de kost jaen. En as hja it al fortelle koene, dat hiele frjemde gesicht dat er sa dúdlik foar him sjoen hie, dan koe er har ek fierder fortrouwe en dan soe er har leanje sa't allinne in great kening it kin.

Hy siet op syn hege troan, doe't hja de seal ynkamen, in lange rige wize mannen, yn bûnte mantels en mei plechtige gesichten It mocht ek wol, tocht er, hwant it gyng om har libben hjoed. Doe't hja him de earbiwizen brocht hiene en foar syn troan stiene, sei er: ‘Ik haw in dream dreamd fannacht en myn geast is ûntdien en wol dy dream witte’. De foarman fan 'e wizen bûgde djip en sei: ‘O kening, libje yn ivichheit. Siz ús de dream en wy sille jo to witten dwaen hwat it bits jut’. De kening seach har skerp oan. Syn donkere eagen flikkeren driigjend. Hie er it net tocht? Hja wisten de dream net! En strang sei er: ‘As jimme my earst de dream en dan de bitsjutting net sizze, dan sille jimme yn stikken houd en jim huzen ôfbrutsen wurde. Mar as jimme de dream en de bitsjutting beide to kennen jowe, dan sille jim geskinken en hege eare krije. Dat fortel my nou earst de dream...!’

De wizen, hoewol't hja it hast bistoaren fan 'e skrik, forlutsen gjin spier. Hja diene krekt as hiene se de kening net goed bigrepen. En rêstich sei de foarman fan it gilde: ‘Lit de kening ús de dream sizze en wy sille him fortelle hwat er bitsjut’. En doe wist Nebukadnezar genôch. Hja skynden to mienen, dy moaije mannen, dat it hwat tafalle soe, dat hy, de greate kening net miende hwat er sei. ‘Ik hear it al’, sei er bitter, ‘jim wolle tiid winne, alhoewol't jim sjogge dat myn bislút fêst stiet. Siz my daliks de dream en, sa net, dan stiet jim fonnis fêst’.

De wizen bigriepen dat it dizze kear net tafalle soe en dat it gjin sin mear hie om der om hinne to praten. Mar noch ien kear woene se bisykje de grime kening op oare gedachten to bringen. ‘De dream, o kening, kinne wy jo net sizze, hwant dat wit gjin inkeld minske op ierde en noch noait hat in kening, hoe great en machtich ek, soks fan syn tsjinners ferge. Hwant dreamen komme fan 'e goaden, dy't net op 'e ierde wenje en gjin wize, noch wiersizzer kin har neirekkenje. De kening bigeart in saek dy't ûnmûglik is;’

Doe lôge de grime fan 'e kening forheftich op. Altyd hiene se him wysmakke dat hja de geheimen fan 'e goaden wisten en nou't er har ien kear in forburgenheit frege, doarsten se him yn syn gesicht to sizzen dat er har op hwat ûnmûgliks ferge! Mar nou wie syn geduld dan ek oan 'e ein! Dit folk wie it brea net wurdich dat hja ieten. Dyselde deis noch waerd de wet bikend makke dat alle wizen fan Babel yn stikken kappe wurde moasten en de kening lei Arjoch, de kommandant fan 'e keningswacht op, dat er gjin ien forjitte mocht.

En sa kaem it dat Arjoch en syn soldaten dyselde moarns noch kloppen op 'e doar fan Daniël. Hy mocht dan al gjin lid fan it gilde fan 'e wizen wêze, yn elk gefal wie er in wiis man en hie er leard. Yn

koarte wurden lei er Daniël út hwat der bard wie en hiet him mei to gean. De profeet waerd al kjel doe't er it wrede fonnis hearde, mar hy woe dochs noch bisykje om syn libben en dat fan 'e wizen to rêdden. Miskien soe de Heare him helpe. Hy bûgde djip foar Arjoch en sei dat er ré wie to stjerren. Mar syn God wie machtich en hie him wol earder dreamen iepenbiere, dat as it fonnis ien dei wachtsje koe, miskien dat God him yn 'e nacht de dream en syn útlizzing sjen litte soe.

Arjoch hie der neat op tsjin. De slimste grime fan 'e kening soe wol wer yn it bikommen wêze en as hy in wize oanbrocht dy't de dream forklearje koe, dan foel der faeks foar him ek noch in fikse foai ôf! Hy brocht Daniël nei it keningshûs en Nebukadnezar joech werklik in dei útstel en liet him frij nei hûs gean. Hy liet daliks syn trije freonen helje en ta de joun út rôpen se de Heare oan. It wie al let doe't Daniël him nei sliepen joech en al hiel gau foel er yn 'e sliep.

En hwat er sa ynmoedich frege en hope hie, dat barde dy nachts ek: de Heare liet him sjen hwat de kening witte woe, de dream en de bitsjutting en sels hwat er tocht hie op syn bêd. Doe't er wekker wie, tanke er alderearst foar dizze greate genede, doe joech er him op 'en paed nei it hûs fan Arjoch. ‘Lit gjin wizen mear deade wurde’, sei er rêstich, ‘hwant ik sil de kening de dream en de útlizzing bikend meitsje’.

Arjoch liet der gjin gêrs oer groeije. Mei haesten brocht er Daniël foar de kening en hy forgeat net om noch even to sizzen dat hy dizze man foun hie. Nebukadnezar seach de Godsman forheard oan. Wist dy man út dat lytse Juda nou wier safolle mear as alle wizen fan Babel? En binijd frege er: ‘Bistû by steat om my de dream dy't ik sjoen haw en syn bitsjutting to fortellen?’ Daniël bûgde. ‘De forburgenheit dy't de kening easket, kin gjin wize en gjin biswarder to kennen jaen, mar der is in God yn 'e himel dy't it forhoalene iepenbieret en dy hat de kening bikend makke hwat der yn it lêst oan fan 'e dagen barre sil. Hwant doe't de kening dy jouns op syn bêd lei, hat er neitocht oer hwat der letter barre soe en dêrop hat dy God him in gesicht sjen litten. En dit wie de dream dy't de kening seach: Der stie in byld, heech boppe it flakke lân en de holle fan dat byld wie fan suver goud, it boarst wie fan sulver, it liif en de heupen wiene blinkend koper, de skonken izer en de fuotten wiene fan izer en liem. En tagelyk seagen jo dat sûnder minskehannen in stien út 'e bergen houd waerd, dy rôlle op dat byld ta en sloech der tsjin oan en forbrizele it. Sa waerden op ien stuit forbrizele it izer, it koper, it sulver en it goud, mar dy stien rôlle fierder en waerd ta in greate berch, dy't de hiele ierde bisloech.

Dat wie de dream en nou sille wy de kening de útlizzing bikend meitsje. Jo, o kening Nebukadnezar, oan hwa't de God fan 'e himel de hearskippij jown hat oer de hiele ierde, jo binne dy gouden holle. Mar nei jo sil in keninkryk opstean dat leger is as jowes en dêrnei wer in keninkryk, it koper, dat hearskje sil oer de wrâld. En it fjirde keninkryk, dat dêrnei wêze sil, sil alle folken forbrizelje, hwant it sil hurd wêze as it izer dat alles brekt. Mar dat de fuotten fan it byld foar in diel fan izer wiene en foar in diel fan liem, dat bitsjut dat der keningen komme sille dy't foar in diel hurd binne en foar in oar diel bros. En yn dy dagen sil de God fan 'e himel in keninkryk oprjochtsje dat yn ivichheit net ûnder gean sil; it sil al dy oare riken forbrizelje, mar sels sil it stean yn alle ivichheit. Dit alles woe de greate God, dy't ik tsjinje, jo bikend meitsje, o kening; de dream is wier en de útlizzing, dêr kinne jo fêst op oan’.

Kening Nebukadnezar hie gjin wurd sein, salang't Daniël spriek, mar hy hie gjin each fan 'e Godsman ôf hawn en der wie him gjin wurd ûntkommen. Noait hie er tinke kinnen, dat dy man út Juda syn dream sa krekt biskriuwe koe. Neat hie er forgetten en neat hie er der by makke en sels hwat er dy jouns op bêd tocht hie, wist dy Judéër to sizzen. En doe ynienen fleach it him oan: mar dit is gjin gewoan minske, dit moat in God wêze, dy't út 'e himel delkommen is om my to hifkjen. En sûnder dat ik it wit, haw ik in god yn myn hûs hawn. Ear't Daniël der sa gau erch yn hie, wie er al fan syn troan ôfkommen en lei er oer de groun. Earbiedich bigoun er to bidden. En tagelyk sprong er al wer oer-

ein en wonk syn tsjinners. ‘Bring spiisoffers’, rôp er, ‘en reekoffers, dat wy Daniël godlike hulde dogge.’

Mar sa fier kaem it fansels net. Doe't Daniël bigriep hwat de kening woe, lei er wer op 'e nij út, dat it net troch syn wysheit wie dat er de dream forklearre hie, mar dat syn God it him iepenbiere hie. Hy hie it der suver swier mei om de kening dat offer ôf to praten, mar op it lêst bigriep Nebukadnezar it dochs. Net Daniël kaem de lof en de eare ta, mar allinne Daniëls God! En yn syn hege troanseal, dêr't al syn tsjinners by stiene, brocht er de Heare hulde: ‘Nou wit ik dat jimme God de god der goaden is en de Heare der keningen en dat hy it is dy't de forburgenheden iepenbieret’.

Dêrnei joech er Daniël greate geskinken en makke him ta syn greatfizier en sette him oer de wizen fan Babel.

It gouden byld

YN 'E SELDE TIID DAT DANIEL it heechste amt yn Babel krige hie, wiene ek syn trije freonen, Sadrach, Mesach en Abed-Nego ta heger eare roppen: hja hiene mei syn trijen it bistjûr oer de provinsje Babel. Der gyngen jierren foarby en de kening wie goed oer har tofreden. Hy hie der ek yn it minst gjin biswier tsjin dat hja de goaden fan Babel net tsjinnen mar ek yn it nije amt de god fan Daniël trou bleauwen. En hoewol't er sels de âlde goaden offere, om't er miende dat dy by syn lân hearden, leaude er fêst dat de Heare ek in machtich god wie. Dy dei, dat Daniël him de dream en syn útlizzing to kennen jown hie, wie er noch net forgetten! ‘Jo binne dy gouden holle.’ En kaem it net alle dagen nei? Noch altyd groeide syn rykdom oan, noch altyd waerd syn keninkryk machtiger, en yn syn haedstêd forriisde it iene bouwurk nei it oare, Dat liet him suver net wer los, dat wurd fan it gouden keninkryk en op in kear waerd er to riede om in gouden byld to meitsjen ta teken fan syn hearlikheit, in byld dêr't al syn tsjinners foar bûge soene. De kundichste fakman droech er it op en doe't it einlings klear wie en op syn fuotstik stie yn 'e delling fan Dura, waerd er der sels stil fan. Tritich meter wie it heech en trije meter breed en fan ûnderen ta boppen wie it oertrutsen mei it djûrste goud. Hjir foel alles by wei dat er oan't nou ta makke hie en troch hiel it wide ryk fan Babel rieden de keningsboaden en rôpen syn tsjinstfeinten op ta it feest fan 'e ynwijing. Ek Sadrach, Mesach en Abed-Nego krigen bifel om to kommen yn 'e Dura-delling, om it byld to oanbidden dat Nebukadnezar oprjochte hie. It kaem net by de kening op, dat hja net bûge mochten foar dy gouden god. Elk folk, tocht er, hie syn eigen goaden, mar dêrom koe men dochs fêst jins fetsoen wol hâlde en ek respekt hawwe foar in oar sines? Dat de Heare, de God fan Israël, mar allinne God wie en dat Er syn eare mei gjin ûngoaden diele wol, dêr koe er, as heiden, net by.

Sadré't de oprop kaem ta it greate feest, joegen de trije freonen har op reis, mar it stie yn it foar by har fêst, dat hja it gouden byld net oanbidde soene. Hja wiene tsjinners fan Nebukadnezar en hiene alles oan him to tankjen, mar hy mocht net fan har fergje, dat hja syn goaden hulde diene. ‘...Dû silst dy dêr net foar bûge noch har tsjinje, hwant Ik, de Heare dyn God, bin in oergunstich God...’ Sa stie it yn 'e wet fan Mozes en dêr hâldden se har oan.

En sa kaem de dei fan it feest yn 'e delling fan Dura. Wiid lei it griene lân ûnder de blauwe simmerloft en midden yn 'e flakte, heech op it fuotstik, stie it gouden byld dat de kening makke hie. Sels siet er der njonken op in hege stoel, in prachtige bûnte mantel om en, ûnder it swarte hier, de gouden diadeem. Achter him, oan 'e ein fan it fjild, rikke in mânske oune...

Kening Nebukadnezar wonk en in heraut kaem nei foaren. It waerd stil en oer al dy tûzenen, as in brounzen klok, klonk syn machtich lûd. ‘Der wurdt jimme oansein, dat, op itselde stuit dat jim hearre sille it lûd fan 'e hoarn en 'e fluit, fan 'e siter en 'e harp en fan alle oare spylark, jim delfalle sille en oanbidde it gouden byld dat de kening oprjochte hat en al hwa't net op 'e groun fait en net oanbidt, dy sil op 'e selde ûre wurpen wurde yn 'e oune fan it lôgjende fjûr!’

En wer foel de stilte oer de wide delling en al dy eagen gyngen bang nei de oune dêr't yn tsjûke wolkens de reek útsloech. Dy't yn dy gleone flammen foel, wie op it selde stuit dea. En dat wie miskien noch net ienris it slimste: mar dat syn lichem oan jiske tarre en op 'e wyn forwaeije soe en dat der gjin rêst foar him wêze soe en gjin plak yn it deade-ryk, dat makke de fjûrdea noch heite slimmer. Mar fansels, net ien soe it weagje en gean tsjin it strang bifel fan 'e kening yn.

En dêrmei bigoun de musyk. It wie oft in stoarm fan lûden oer de flakte gyng en tagelyk foelen dy tûzenen minsken oer de groun en oanbeaën it gouden byld. De kening seach it oan en it hert sloech him fan greatskens. Út alle provinsjes fan it greate ryk wiene se kommen, út alle folken, út alle stammen en op syn wurd foelen se del en earen se syn god. Noch noait, sa lang't de wrâld bistien hie, wie der sokssahwat bard! Dit wie moaijer as in oerwinning op it slachfjild; dit wie om noait wer to forjitten! Hy hie net iens fornommen, mei al dy biddende minsken foar him, dat earne yn in hoeke fan it wide fjild trije jonge mannen rjochtop stiene...

Mar hwat de kening ûntkommen wie, hiene syn tsjinners mar al to goed sjoen en daliks gyngen se nei him ta. ‘O kening’, sprieken se, ‘der binne trije mannen út it lân fan Juda, dy't jo oer it bistjûr fan Babel steld ha, Sadrach, Mesach en Abed-Nego; dy mannen hawwe jo, o kening, net achtslein, jins goaden earje se net en hja wolle it gouden byld net oanbidde dat jo makke hawwe’.

Kening Nebukadnezar wist net hwat er hearde. As dat wier wie, as dy trije mannen dy't er út it stof forhege en yn sok in heech amt set hie, him dit oandien hiene... Mar it koe net, it moast in misbigryp wêze. Hja hiene miskien net goed harke, of der wie oars hwat tusken kommen, dat hja syn byld net eare hiene. Hja hiene de dea fortsjinne foar har ûnachtsumens, mar hy soe har de kâns jaen om it noch goed to meitsjen. ‘Bring se daliks foar my,’ gebea er.

Mar doe't hja foar syn troan-sit stiene, rjocht en moedich, kaem de twivel yn him op. Hiene se it dochs mei sin dien, dy trije Joaden? Woene se miskien allinne mar bûge foar har eigen god en hiene se syn goaden en syn byld net yn tel? Strang seach er har oan en driigjend sei er: ‘Is it mei opset sin, Sadrach, Mesach en Abed-Nego, dat jim myn goaden net earje en it gouden byld net oanbidde, dat ik makke haw? Nou dan, as jimme ré binne om oer de groun to fallen en myn gouden byld to oanbidden, dan sil foar jimme trijen de musyk noch ien kear spylje. Mar as jimme dan wer net oanbidde, dan sille jim wurpen wurde yn it lôgjende fjûr en hwa is de god, dy't jim út myn hannen forlosse soe?’

Hy tocht net oars as de trije jongemannen soene foar him delfalle en de seame fan syn mantel fetsje en om genede smeekje. Ynpleats seagen se him rjocht yn 'e eagen en moedich antwurden se: ‘Wy hoege jo, o kening, net to antwurdzjen op jins fragen. En oft ús God, dy't wy earje, ús forlosse kin út it fjûr en oft Er ús rêdde sil út jins hân, o kening, of net - mar jo meije witte dat wy jins goaden net earje sille en it gouden byld dat jo oprjochte hawwe net oanbidde’.

It wie stil. Sels de Chaldéërs dy't har oanbrocht hiene, huveren by dizze wurden. Noch noait hie in minske sa tsjin de kening sprutsen, noch noait hiene se him sa lilk sjoen. Hja seagen hoe't it bloed him nei de wangen fleach, en hoe't er blau yn it gesicht waerd. It like hast as soe er der yn wei bliuwe. Mar dêrmei hie er himsels wer yn 'e macht. Wyt blonken syn tosken yn it donker burd, doe't er it fonnis spriek:

‘Stook de oune sawnris gleoner as gewoan en byn dizze mannen en wij se der yn!’ Doe riisde er oerein en skean oer it lân mei greate, forwoedene stappen, roun er op 'e oune ta. Yn alle haest sleepten in keppel slaven him de keningsstoel nei...

Rjocht foar de doar gyng er sitten en makke him breed yn 'e hege stoel. Dy trije Joaden soene it gewaer wurde dat de kening fan Babel him net sa mar hune lit. Hy seach nei de slaven dy't yn in lange rige it hout oandroegen, hy telde de kuorfollen dy't hja yn 'e flammen smieten en it hert tilde him fan wrede wille. Sa lang wachte er, dat der gjin reek mear to sjen wie en dat de razende flammen heech út 'e oune sloegen. Doe wonk er de soldaten, trije linige, brede keardels, de sterksten fan 'e kenings-

‘,Stook de oune sawnris hurder... byn dizze mannen en wij se der yn!’

wacht. Hy seach hoe't se de mantels útgoaiden en de wapens ôfleine. Onder it brún en glimmend fel rôllen de sterke spieren. Doe, mei in linige slach namen se de trije mannen oer de rêch en draefden omheech. It wie sa stil dat er de klap fan har fuotten hearde op 'e stiennen, har hymjen en, lûder, it gûlen fan 'e flammen. Hy lake. En doe ynienen, flak by de iepening, wifken se en bleauwen stean. Stap foar stap, foar dy felle gloede, wieken se. ‘By alle goaden’, flokte er, ‘brui se yn it fjûr’. De trije soldaten bûgden de sterke rêch; doe setten se, wanhopich, de lêste stappen. Oer de stiennen rânne smieten se de trije mannen yn 'e flammen, mar ear't se har noch omdraeije koene, foelen se dea op 'e gleone stiennen.

Nebukadnezar tocht al net iens mear oan har; hwat joech hy, de greate kening, om trije soldaten mear of minder? Hy seach nei de iepen doar dêrûnder, oft er noch hwat sjen koe fan dy trije oaren, dy't him húnd hiene en nou it lean barden foar har kwea. En tagelyk biloek er wyt en sloech er de hannen omheech. Stuitsjend roun er op 'e oune ta. ‘Ha wy net trije mannen, boun, yn 'e flammen wijd?’ stammere er. ‘Jawis, hear kening’, seine de feinten forheard. En noch trille syn lûd, doe't er sei: ‘Sjoch, der binne fjouwer mannen, dy't los rinne yn 'e flammen en de fjirde liket wol in god út 'e himel’.

En noch tichter joech er him by de doar en jitris spriek er: ‘Sadrach, Mesach en Abed-Nego, jimme tsjinstfeinten fan 'e allerheechste God, gean út en kom by my.’ Wylst de trije freonen nei bûten kamen, fear de ingel yn 'e flammen omheech...

Doe't hja allegearre om 'e trije mannen hinne stiene, die it bliken dat it fjûr har net oantaest hie: it hier wie net skroeid en oan har klean wie de rook fan it fjûr net to fornimmen. En Nebukadnezar, de greate kening, skamme him en hy love lûdop de God fan Sadrach, Mesach en Abed-Nego, dy't syn ingel stjûrd hie om syn tsjinstfeinten to forlossen. Dyselde deis noch liet er in wet opstelle, dat elk dy't hwat missei tsjin de God fan de trije mannen, yn stikken kappe wurde moast.

Sadrach, Mesach en Abed-Nego forhege er en joech er noch heger amt yn 'e provinsje Babel.

De heechmoedige straft

IT BARDE OP IN KEAR - IT WIE AL wer jierren nei dat greate wûnder yn 'e delling fan Dura - dat der yn alle doarpen en stêdden fan it greate ryk in proklamaesje bikend makke waerd. En dizze kear gyng it net oer in oerwinning dy't Nebukadnezar bihelle hie en net oer in greate timpel, dy't er boud hie, mar it hiele stik wie in forhearliking fan 'e allerheechste God.

It bigoun sà: ‘De kening Nebukadnezar, oan alle folken, naesjes en tongen dy't op 'e hiele ierde wenje: mei jimme frede formannichfâldige wurde! It haget my to forkundigjen de wûnders en tekens dy't de allerheechste God oan my dien hat. Hoe great binne syn tekens en hoe machtich syn wûnders. Syn keninkryk is in ivich keninkryk en syn hearskippij is fan slachte oant slachte’ - en de ein wie: ‘Dat nou priizgje ik, Nebukadnezar, en forheegje de kening fan 'e himel, om't al syn wurden wierheit en syn wegen oardielen binne en om't Er de macht hat to fornederjen dy't wannelje yn heechmoed’.

Der waerd gâns praet yn Babel oer dit wûndere steatsstik en hwa't it alhiel lêzen hie, dy wist dat it net oer de goaden fan de kening gyng, mar dat dy ‘kening fan 'e

himel' de God wie fan Daniël. It wie ek al earder bard dat de kening de God fan Juda love hie, mar dat wie dan yn it formidden fan syn feinten en yn in bisletten rounte; mar dit keninklyk boadskip waerd lêzen yn alle úthoeken fan it wide ryk. Der wie ek hiel hwat bard, ear't de heidenske kening dizze proklamaesje útgean litten hie...

Yn it earstoan nei dy wûndere rêdding yn 'e delling fan Dura, hie kening Nebukadnezar noch faek oer de Heare en syn wûndermacht neitocht. Net fansels, dat er nou fuortoan allinne de God fan 'e himel tsjinje woe - elk folk kaem it fierst mei de eigen goaden, tocht er! - mar hy leaude wol dat de Heare machtiger wie as alle oare goaden en hy paste wol op dat er syn trouwe tsjinners net wer to nei kaem.

Letter lykwols, doe't de jierren foarbygyngen, tocht er net mear oan dy hillige God en die er de iene swiere sûnde nei de oare; hy fordrukte de earmen en illindigen en soms, yn syn gleone grime, forgeat er ûn-

skuldich bloed. En, mei't syn macht en rykdom oanwoun, miende er dat him neat ûnmûglik wie en waerd er oer alle mjitten greatsk. Bitiden tocht er hast, dat net allinne de minsken op ierde der wiene om him, mar dat ek de goaden yn 'e himel him tsjinje moasten op syn winken. Doe woe de Heare de greatske kening noch ienkear warskôgje en him leare dat ek de hearsker fan it greate Babel mar in neatich minske wie en dat alles dat er hie: rykdom, eare, macht oer syn fijânnen, oars neat wie as in gunst fan God.

En sa barde it op in nacht dat kening Nebukadnezar in frjemd fisioen seach, in wylde dream oer in machtige beam, dy't in minske blykte to wêzen en doe noch yn in beest foroare. Doe't er wekker wie koe er mei gjin mûglikheit wer yn 'e sliep komme; hy leaude fêst dat de iene of oare god him dit gesicht biskikt hie en it lei him by, dat it net folle goeds bitsjutte koe. Mar al hoe bang as er wie foar dat wankend oardiel, hy woe it dochs witte en yn 'e iere moarn liet er de wizen komme. Mar doe't er har de dream forteld hie - syn lûd trille noch, doe't er alles wer foar him seach - koene se him de bitsjutting net sizze en om't er it yn elk gefal witte woe, liet er Daniël komme. Hy twivele der net oan dat dy it útlizze koe en hy bitroude dat dy him alles sizze soe, krekt sa't it wie.

Daniël kaem sadré't de boaden him roppen hiene en wer fortelde de kening de frjemde dream. ‘Ik wie bûten op it fjild en sjoch, dêr stie in beam foar my, in beam dy't oan 'e himel ta kaem, sa heech wie er, en alle minsken op 'e ierde koene him sjen. Syn blêd wie sierlik en syn frucht oerfloedich; ûnder dy iene beam skûlen alle dieren, yn syn tûken nestelen alle fûgels, en alle minsken yn alle lannen ieten fan syn fruchten. Doe kaem der lykwols in ingel út 'e himel del en rôp: “Kapje dy beam om en slach syn tûken ôf, forstrui syn fruchten, dat de dieren ûnder him weiflechtsje en de fûgels út syn tûken. Mar lit syn woartel-stobbe yn 'e ierde sitte en byn dy mei in koperen bân yn it nijgêrs fan it fjild; en lit de dauwe fan 'e himel oer him falle en jow him syn part fan it krûd fan 'e ierde. Lit dan syn hert foroare wurde dat er gjin minske mear is, mar in beest, en lit sawn tiden oer him hinnegean, dat alle libbenen witte meije dat de Allerheechste hearskippij hat oer it keninkryk fan 'e minsken en dat er it keningskip jowt oan hwa't Er wol”. Dy dream haw ik hawn, dat siz my nou de bitsjutting, dy't alle wizen fan myn lân net wisten’. Mar Daniël naem net daliks it wurd. Hy hie dat hiele fisioen foar him sjoen, wylst de kening spriek: dy machtige beam dy't oer de wrâld syn tûken spraette, dy ingel dy't rôp mei in útset lûd en tagelyk hie de Heare him iepenbiere hwat it bitsjutte. Hy wist dat in skriklik oardiel oer de greatske kening gean soe en dat er djipper fornedere wurde soe as oait in hearsker foar him en it bigreate him om Nebukadnezar. In skoft stie er forbjustere, de holle foardel en syn lippen forweegden, as socht er om wurden. Hoe moast er it de kening oansizze?

Kening Nebukadnezar bigriep mar al to goed hwat der oan skeelde mei Daniël: hwat er to sizzen hie wie sa freeslik, dat der gjin wurden foar wiene. En dochs woe er it witte. ‘Beltsazar’, sei er earnstich, ‘siz my alles’. Daniël seach him oan; mei gewelt twong er himsels om to sprekken. ‘Myn hear, ik woe wol dat dy dream foar jins haters wie en dat dy ramp ynpleats jins fijannen oerkaem’. En doe wie er net mear de freon fan 'e kening, dy't it bigreate om syn hear, mar de strange profeet des Heare, dy't sei hwat syn God him oplei en dy't gjin ien ûntseach. Troch de wide keningsseal klonk syn stim, strang en driigjend. ‘Dy beam dy't jo sjoen hawwe,

hwaens hichte oan 'e himel ta kaem en dêr't spize oan siet foar alle minsken dy't op 'e ierde wenje, dat binne jo, o kening, hwant jins greatens rikt oan 'e himel ta en jins macht oan 'e ein fan it ierdryk. En dat dy ingel út 'e himel kaem en sei dat de beam omkappe wurde moast en de stobbe mei in koperen bân oan 'e ierde boun en dat der sawn tiden oer him hinnegean sille, dat bitsjut dat de minsken jo forstjitte sille en dat jo wenje sille by de dieren fan it fjild en jo sille gêrs ite as de oksen en der sille sawn tiden oer jo hinnegean, sa lang dat jo bikenne sille dat de Allerheechste hearskippij hat oer it keninkryk fan de minsken, en it jowt oan hwa't er wol. Mar dat der sein waerd dat de woartelstobbe yn 'e ierde bliuwe soe - dat hâldt yn, o kening, dat jins sykte net ta de dea wêze sil, mar dat jo wer hearskje sille oer Ba-

bel, hwannear't jo bikend hawwe dat de himel hearsket. Mar harkje nou nei my en wêz net lilk dat ik jo ried jow en hâld op mei jins sûnden en biwiis genede oan de earmen, hwant as jo jo bikeare, dan sil dizze ramp net oer jo komme en jins frede sil forlinge wurde.'

Nebukadnezar wie djip ûnder de yndruk fan Daniëls wurden en de earste wiken like it wol, as wie er in oar minske wurden. Hy die syn bêst om it goede to sykjen foar syn folk; de earmen die er lyk en rjocht en hy strafte dy't in oar fordrukke woe. Mar doe't der moannen foarby gien wiene en der neat bysûnders barde, doe forgeat er it wer en foel tobek yn it âlde kwea. Daniël wie wis in wiis man en hy soe dy dream wol goed ûtlein hawwe, mar hy hie it dus dochs to somber ynsjoen. Of it moast wêze dat dy god him bitocht hie en him sparre...

Dat doe't der in jier forroun wie nei dy wûndere dream, libbe de kening wer krekt as to foaren en wie er wer like greatsk. Op in dei stie er heech op it platte dak fan it keningshûs. Oan alle kanten, sa fier as syn eagen gyngen, seach er de huzen fan 'e stêd: de wide pleinen, de griene parken, de blinkende timpels. Hwat in stêd, tocht er, en hwat in rykl En sa mar yn-ienen fleach it him oan en mei in útset lûd rôp er: 'Is dit net it greate Babel, dat ik boud haw troch de macht fan myn rykdom en ta ear fan myn hearlikheit?'

Al dy tûzenen, dêr ûnder op 'e strjitten, de slaven en de soldaten, de amtners en de keaplju, hearden dy greatske fraech net, mar hy hie de wurden noch amper sein, doe wie it antwurd der al. Út 'e blauwe himel boppe him foel in stim: 'O kening Nebukadnezar, it keninkryk is fan dy nommen en dyn plak sil wêze by it fé yn 'e greide en dû silst gêrs ite mei dyn bisten en sawn tiden sille oer dy hinnegean.'

Op it selde stuit waerd de kening net goed mei de holle; hy skuorde himsels de klean fan 'e lea en syn tsjinstfeinten koene neat mei him wurde. Hy harke net iens mear nei har en it wie as koe er net mear prate; bytiden âlle er as in kou en hy skopte en sloech nei elk dy't him helpe woe. Gjin dokter noch biswarder wist rie ta dizze kwael en it waerd aloan slimmer. De bêste spizen hie er in ôfgriis fan en hy koe oars net ite as de krûden fan it fjild. Al gau koene se him net mear binnendoarren hâlde en de ein wie dat hja him bûten brochten en him fêstbounen yn it gêrs. Dêr wie er doe noch op it bêst, tominsten salang't der net ien by him kaem; syn hier en burd waerden lang as de moannen fan in liuw en syn neilen waerden as dy fan'e gieren. It wie freeslik om him oan to sjen en de tsjinners dy't him kend hiene yn syn gloarje, bisauden har as hja him seagen.

Mar doe't de sawn tiden om wiene dy't de ingel sein hie - nimmen wit mear oft it wiken, of moannen, of jierren west ha - seach de Heare nei him om en kaem syn forstân wer yn him. Hy skamme him djip dat er dêr sa stie: neaken en smoarch en mei forwyldere hier en lange fûgelneilen en hy seach forheard nei it koperen keatling dêr't er mei boun wie. Hwa bin ik? tocht er en dêrmei wist er alles wer: syn greatske wurden op it dak fan it paleis en it antwurd dat út 'e himel foel. Mar tagelyk kaem him ek wer yn it sin hwat Daniël sein hie: dat er wer better wurde soe en dat er wer sitte soe op 'e troan fan Babel. In greate blidens wâlle op yn syn hert, hy sloech de eagen op nei de himel, en tanke de Heare, dy't him wer oannaem en him it keningskip weromjaen woe.

Doe seach er om him hinne en wonk syn tsjinners. Rêstich sei er: ‘Meitsje my los, ik bin wer better’. Hja seagen oan syn eagen dat it wier wie en bliid brochten se him yn it keningshûs; dêr wosken se him en skearden en salven him en deselde deis siet er wer op 'e troan en die syn keningswurk. Gjin-ien dy't it net wist, soe it him oansjoen hawwe dat er dy moarns noch yn it lân roun en gêrs iet mei it fé, sa steatlik siet er dêr yn 'e bûnte mantel en sa forstannich praette er oer de dingen fan it ryk. Kening Nebukadnezar hie de skande, dy't oer him kommen wie, net wer forgetten en nei syn fornedering wie er suver in oare man wurden: rêstiger en foaral démoediger en hy foel net wer yn sokke swiere sûnden as foar syn sykte. Wol bleau er oan syn dea ta in heiden en tsjinne er de goaden fan Babel, mar hy paste wol op dat er de grime des Heare net wer geande makke en dat er him net wer bisûndige oan syn tsjinstfeinten. En de Heare seinge him en syn ryk en joech him, al syn libbensdagen, frede en greate eare.

En dat de greate kening foroare wie en him skamme oer syn greatskens, dat die ek wol bliken út 'e proklamaesje dy't lezen waerd yn alle provinsjes fan Babel en dêr't er de Heare yn love en tanke en syn sûnde yn bikende.

'Mené, tékel, ûfarsin'

FUORT NEI DE DEA FAN 'E GREAte kening lykwols, rekke it ryk fan Babel slim yn it forfal en yn dyselde tiid kaem in oar keninkryk op, dat fan 'e Meden en Perzen en wreide syn macht al fierder út. De opfolgers fan Nebukadnezar koene it net tsjin de machtige fijân hâlde - yn fiif jier tiid regearren der yn Babel trije keningen - en ûnder it regear fan 'e swakke Nabonides slaggen de Meden en Perzen oer de grinzen en bisetten it hiele ryk. Sels de âlde keningsstêd trieken se yn, sûnder dat der om fochten waerd: it ryk fan sulver hie foar goed it gouden ryk oerwoun.

Mar sels doe't de Meden en Perzen de stêd Babel biset hiene, wie de striid noch net oer: yn in diel fan 'e stêd dat tusken swiere muorren lei en dêr't ek it keningshûs stie - suver in fêsting apart - hâldde Belsazar, in soan fan Nabonides, moedich stân tsjin de greate oermacht. Hy wie in hiel oar man as syn heit, dizze kening Belsazar; jong en dryst, leaude er noch altyd dat der in kear komme soe yn dizze ûngelikense striid en dat de goaden fan Babel him dochs noch helpe soene om de stêd werom to winnen en de fijân to slaen. Sa doarst er it ek bistean, mei de Meden en Perzen foar de poarten fan 'e keningsstins, en rjochtsje in gastmiel oan foar syn tûzen machtigen. It waerd in wyld en fleurich feest, yn 'e wide keningsseal en ien lange, blide joun forgeaten se it ûnwaer dat har oer de holle hong, forgeaten se de fijân dy't op 'e muorren beukte.

Doe't hja iten hiene, al de tûzen gasten, en it tiid wie om oan 'e wyn, riisde de jonge kening oerein. Syn eagen glinsteren, doe't er de tsjinners wonk en sei: 'Helje my, út it skathûs fan myn god, de gouden en sulveren bekers, dy't Nebukadnezar destiids meinommen hat út 'e timpel fan Jeruzalem. Joun drinke wy de goede wyn út 'e wijde tsjelken fan dy greate god, dy't ús wapens oerwoun ha en hwaens gouden hûs wy forbaernd hawwe'.

Der wiene minsken yn 'e keningsseal, dy't it net goedkrije koene, hwat de kening woe. Dit wie deselde god dêr't Nebukadnezar mei to dwaen hawn hie, yn it lêst-oan fan syn regear en it koe noait goed wêze sok in god út to daegjen, sels net al wie syn folk forslein en út syn lân forballe. Mar net ien doarst der hwat fan sizze, nou't de kening it sa ha woe en allegearre dronken se, Belsazar en syn machtigen, syn froulju en syn bywiven en it smakke skoan. En iderkear wer setten se in lofliet yn op 'e goaden fan Babel, dyselde goaden dy't yn earder tiid har lân great mákke hiene en dy't ek nou noch útkomst jaen koene út dizze greate need...

En doe ynienen bistoar har it liet op 'e lippen en kening Belsazar waerd sa wyt as in deade. Mei muoite kaem er oerein út syn stoel, hy steunde swier op 'e tafel en syn knibbels skokten tsjininoar oan. Op 'e wite muorre, rjocht foar de kening oer, bigoun in hân to skriuwen, fjouwer wurden mei frjemde, ûnbigryplike letters. Alle eagen seagen der nei, mar dy wurden, dat wie it slimste net iens. Dy hân, dy losse hân, dy't dêr foar de wite muorre hong, en syn wisse letters tekene op 'e kalk, dat wie minder.

De goaden skreauwen har boadskip dat hwa soe net beevje? En yn 'e gouden bekers stie de donkere wyn, mar gjin ien hie mear moed ta drinken.

Kening Belsazar wie de earste skrik to boppe; hy hie himsels wer sa fier yn 'e macht dat er hwat sizze koe en troch de hiele seal klonk syn machtich lûd: ‘Lit daliks de wizen fan Babel komme, de biswarders, de wiersizzers, de Chaldeërs; forjit net ien!’ Hy gyng wer sitten en wachte. Miskien dat it hwat tafoel; miskien woene de goaden him nou einlings helpe en wiene dy fjouwer wûndere wurden in oprop ta de striid. It wie faker bard dat in lytse, dryste keppel in machtich leger forsloech...

Mar doe't de wizen fan Babel foar him stiene ûnder de hege ljochter en nei de muorre seagen, skodhollen se somber. Hja

koene dy frjemde tekens net leze en wisten de wurden net, lit stean hwat se bitsjutten. En wer waerd de jonge kening bleek en ek de gasten sieten forslein. It joech net folle dat hja nei de beker taestten om har bangens fuort to drinken, it holp net dat hja praetten mei skrille, bange stimmen - op 'e wite muorre stiene de fjouwer donkere wurden dy't nimmen leze koe.

En dêrmei gyng de doar fan 'e troanseal iepen en in frou kaem op 'e kening ta; rêstich roun se tusken de tafels troch, steatlik yn har donkere rouklean, en foar Belsazar bleau se stean. It wie syn mem en hy bûgde djip foar de hege keninginne. Hwerom kaem se hjir op dit wylde feest, dat sa wreed forsteurd wie? Hy wonk, dat hja frij-út prate koe en harke nei har wurden. ‘O kening’, spriek se, ‘libje yn ivichheit! Tink jo dochs net bang om dat skrift dat de wizen net léze kinne en wurd net bleek, o kening. Der is in man yn jins keninkryk yn hwa't de geast fan 'e hillige goaden is, hwant yn 'e dagen fan 'e greate kening Nebukadnezar hat it bliken dien dat er forstân hat om dreamen út to lizzen en om riedsels op to lossen en om forburgen dingen oan it ljocht to bringen. Dêrom hat de kening Nebukadnezar, jins heit, him steld ta in oerste oer alle wizen fan Babel. Dat lit dy man, Daniël, roppen wurde en hy sil it wis útlizze’.

Belsazar hie wol earder fan Daniël heard, de profeet út Juda, dy't sok in heech amt hawn hie yn 'e dagen fan Nebukadnezar, mar dy't letter oan 'e kant set en yn it forjitboek rekke wie. Hy wist ek wol dat er dreamen en soks útlizze koe, mar yn 'e earste skrik om dizze wûndere hân, hie er net oan him tocht. Dat hy wie bliid, dat syn mem it him yn it sin brocht hie en stjûrde fuortdaliks boaden út om him to heljen.

Daniël kaem daliks, doe't de kening him roppe liet. Rêstich gyng er de greate feestseal yn en bûgde foar de kening. Jierren lyn hie er sa foar dy oare kening, foar Nebukadnezar, stien; mar doe wie it keninkryk fan Babel noch great en machtich, nou wie it oars net mear as in stik fan in stêd en de fijân foar de poarten. En by al syn greatskens en al syn sûnden wie Nebukadnezar in wiis man, dy't as it wêze moast nei goede rie harkje woe, mar dizze jonge kening, dy't feestfierde mei de fijân yn 'e stêd, hwat wie dêr noch fan to hoopjen? It soe gjin moedich boadskip wêze, dat de God fan 'e himel foar Belsazar hie! ‘Daniël’, sei de kening, ‘ik haw fan dy heard dat de geast fan 'e goaden yn dy is en dat der ljocht en bigryp en treflike wysheit yn dy foun wurdt. Nou dan, astú dit skrift op 'e muorre léze kinst en it my útlizze, dan silstû klaeid wurde yn poarper, mei in gouden keatling om 'e hals en dû silst de tredde hearsker wêze yn myn keninkryk’.

En wer waerd it stil yn 'e wide seal, doe't Daniël him omkearde en de fjouwer wurden lies. Hy wist daliks hwat dy frjemde figuren bitsjutten en hwat de Heare to sizzen hie. En earnstich spriek er: ‘It is my net to dwaen om jild en eare en in heech amt, o kening, mar lykwols sil ik it skrift foar jo léze en de útlizzing bikend meitsje. De alderheechste God hat destiids Nebukadnezar op 'e troan fan Babel set en him eare en macht en hearlikheit jown; hwa't er woe dy deade er, hwa't er woe dy hâldde er yn it libben; hwa't er woe dy forlege er en hwa't er woe dy forhege er. Mar doe't syn hert tilde fan greatskens en syn geast heechmoedich waerd, doe waerd er fan 'e troan fan syn keninkryk ôfstjitten en hja joegen him gêrs to iten as de oksen en syn lichem waerd wiet troch de dauwe, salang oant er wêze woe dat God, de Allerheechste, hearsker is oer it keningskip fan 'e minsken en it jowt oan hwa't Er wol. Jo lykwols,

o Belsazar, hoewol't jo al dy dingen wisten, hawwe jo forhege tsjin de Heare fan 'e himel en út it gerei fan syn hûs hawwe jo en jins machtigen, jins froulju en jins bywiven dronken; de goaden fan sulver en goud, koper en izer, hout en stien, dy't neat sjogge en neat hearre, dy hawwe jo priizge, mar de God dy't jo it libben jown hat en by hwa't al jins wegen binne, hawwe jo net forhearlike. It is dy God, o kening, dy't dizze wurden foar jo skreaun hat, op 'e muorre fan jins paleis. Dit nou binne de fjouwer wurden: Mené, mené, tékel, ûfarsin, dat is: teld, teld, woegen, oan stikken. Mené: jins dagen binne teld en God hat der in ein oan makke; tékel: Hy hat jo woegen en jo binne to licht bifoun; ûfarsin:

jins keninkryk is to-brutsen en oan 'e fijân jown'.

En mear hie Daniël net to sizzen. Ien kear, doe't er Nebukadnezar it oardiel sein hie, de deis fan 'e dream fan 'e greate beam, hie er de machtige hearsker warskôge, dat er him bikeare moast fan syn sûnden en dat dan syn frede forlinge wurde soe; it hie net holpen, mar it hert hie it him sa opjown. Foar Belsazar, dy't op dit feest de Heare terge hie, wie der gjin genede mear. Syn dagen teld, syn dieden woegen, syn ryk to-brutsen - nou moast er sels mar witte hwat er mei dit boadskip dwaen woe. Al soe er him dizze joun noch bikeare yn sek en jiske, it soe net helpe; it wurd stie skreaun en it soe ek nei-komme.

Mar kening Belsazar tocht der net oer om him to fornederjen en syn skuld to biliden. Nou't er dy wurden op 'e muorre wist, wie it krekt as like it al sa slim net mear. En it koe ommers noch tafalle: hwat hie dy god fan Juda, dêr fier yn it jountiidslân, út to stean mei de greate striid tusken him en de Meden en Perzen? En as it al sa wie en Babel gyng ûnder, hwat joech it dan om der oer yn to sitten? Joun wie it feest en yn 'e gouden bekers stie de goede wyn. Yn elk gefal wie it in knap stik wurk fan dy Daniël en hy soe hawwe hwat him takaem.

Hy riisde oerein en wonk syn keamerhearen; dy klaeiden Daniël yn it donker poarper en hongen de gouden keatling om syn hals en foar alle gasten yn 'e keningsseal rôpen se him út ta de tredde hearsker yn it ryk fan Babel. Daniël wie der net bliid mei. Hy wie in profeet en in profeet des Heare telt gjin poarper en goud en eare fan keningen. En hwat joech him it hege amt yn in keninkryk dat dochs to-brutsen waerd? Dizze gouden sier en dizze reade mantel, it wie him in teken dat kening Belsazar syn wurden yn 'e wyn sloech en him net leaude. En dat is it slimste dat minsken in profeet oandwaen kinne...

Dyselde nacht brieken de Meden en Perzen troch de lêste muorren en foelen oan op 'e keningsstins. Yn 'e wylde slach, yn 'e strjitten fan syn haedstêd foel kening Belsazar. Út syn wounen roun it bloed, sa read en donker as de wyn yn Gods gouden bekers...

Daniël by de liuwen

DAT EARSTE JIERS NEI DE FAL fan Babel regearre oer it Perzyske ryk Darius de Meder. Hy wie al oer de sechstich doe't er kening waerd en hy wie in hiel oar man as destiids Nebukadnezar: dy wist hwat er woe en gyng syn eigen wegen, mar Darius harke almeast nei de rie fan syn tsjinners en die hwat hja him oanpraetten. En dat wie net altyd yn it bilang fan it ryk of ta foardiel fan 'e kening: de riedshearen tochten aldermeast en earst om har sels!

It kaem mar goed út, dat to-minsten ien fan 'e heechste tsjinners in trou en earlik man wie, in man dy't boppedat ek noch útblonk yn wysheit en forstân: de Judéër Daniël. It wie al lange tiden lyn dat er as jonge fan in jier as fjirtjin de reis nei Babel makke hie; nou wie er by de njoggentich, mar noch hecht en sterk en mei in skerp forstân. Kening Darius hie it lân fordield yn hûndert tweintich goaën en boppe de hûndert tweintich steedhâlders hie er trije foarsten set, dy't soargje moasten dat de skatting op 'e tiid binnen-kaem en de kening syn part krige. Ien fan dy trije wie Daniël en om't er syn wurk bysûnder trou die, tocht Darius der oer om him ek noch boppe syn beide maten to setten.

Fansels wiene de beide foarsten dêr net bêst oer to sprekken en ek de steedhâlders hiene it net op Daniël stean. It wie al slimmernôch, tochten se, dat dy Judéër sa folle to sizzen hie en har aloan op 'e fingers seach; as er nou noch heger amt krige en har noch mear neiried, skeat der noait mear hwat ekstra's foar har sels oer. Sok bêst wurk wie it al net om steedhâlder to wêzen en de skatting yn to foarderjen, dat as alles dan ek noch krekt neffens wet en regel soe en men koe noait ris hwat efterút hâlde, dan koe in oar om har it baentsje oer krije! In steedhâlder moast yn in pear jier ryk wêze, dat hie altyd sa west en as dat net iens mear mocht, dan hâldde alles op! De beide oare foarsten hiene der nammers ek neat op tsjin - dy soargen wol dat hja sels ek net by de krapper-ein kamen! - mar Daniël gunde it har net. En hwerom nou net? Hy waerd der dochs net minder fan, dy Judéër, as hja fan al dat jild in part binefterhâldden? Hja hiene him al

dudlikernôch fiele litten, dat hy ek wol hwat fan 'e bút krije koe!

Mar doe't Daniël net nei har útstellen harkje woe en al har gemiene streken strang strafte, waerden se to riede om him by de kening oan to bringen. Fansels koene se net bêst tsjin Darius sizze dat Daniël to earlik wie en to rjochtfeardich, en dat er dêrom stjerre moast, mar hy soe ek wol ris hwat forkeards dwaen, miskien noch wol mear as de oaren - dat hie men ommers altyd mei sokke fromme lju! - en dêr soene se dan wol ris wurk fan meitsje. Wiken oan-ien rieden se Daniël nei, suver by dei en by nacht biloerden se him en doe wisten se it dan: hy die neat dat net neffens rjocht en regel wie en der wie gjin ûnrjocht noch misdied by him to finen.

Men soe tinke, dat hja doe respekt foar har fijân krigen en har skammen oer har eigen gemienens; ynpleats waerd har grime noch greater. In man dy't op sok in heech plak stie en dan noch earlik wie, dat koe gjin wegen út! Hja wiene it der oer iens dat Daniël dea moast; de fraech wie allinne mar: hoe?

Mar ek dêr wisten se wol rie op. Dy Judéër dy't sa krekt wie yn syn wurk en sa trou foar de kening opkaem, wie ek bysûnder trou op it stik fan 'e godstsjinst. Alle dagen die er trije kear in gebet op it dak fan syn hûs yn in keamer dy't de finsters hie op it westen, de kant fan Jeruzalem oer. As der nou ris in wet makke waerd dat sok bidden forbean wie, en dêr stie de deastraf op as men it al die - dan roun er der fêst yn; sa goed koene se him nou wol dat er dat noait litte soe, sels net al hong syn libben der oan.

Mei de mannemacht gyngen se nei Darius ta en bûgden djip foar de kening. ‘Al de foarsten fan it ryk en alle steedhâlders binne to riede wurden om in wet to meitsjen dat yn tritich dagen gjin minske bidde mei ta hokker god en gjin forsyk dwaen oan hokker man, as allinne oan jo, o kening. Fansels wolle wy gjin ien fan 'e goaden yn syn eare komme en as de moanne om is kin elk de god earje, dy't er wol en syn skea wer ynhelje, mar wês jo ien moanne ús iennichste god! Dan sil al it folk witte dat jo in great kening binne en it ryk fan Perzië sil sterker wêze as ea to foaren. En as dy wet dochs skreaun wurdt, lit der dan ynset wurde dat elk dy't it gebot fan 'e kening net hâldt, yn 'e kûle fan 'e liuwen wurpen wurde moat. Mar fansels net ien sil sa dwers wêze en weagje dat...’ Kening Darius bigriep net dat it har allinne to rêdden wie om Daniël dea to krijen. De wet sels like him noch al nuver ta en hy seach de needsaek der net fan yn, mar oan 'e oare kant wie it in hege eare foar him en as de steedhâlders en de trije foarsten der foar wiene, dan soe it ek fêst gjin kwea kinne. Binammen Daniël hie er heech en as dy der net tsjin wie, lyk as de mannen seine, dan moast it wol goed wêze. Sa tekene er de nije wet. Doe't ien kear syn namme en syn segel der ûnder stie, wie it in ‘Wet fan Meden en Perzen’ wurden, dy't noait wer foroare en noait wer ynlutsen wurde koe. En hy wist net de greatske kening, dat er mei eigen hân it dea-fonnis tekene hie fan syn trouste tsjinner en syn bêste freon...

It duorre net lang, doe stiene de steedhâlders wer foar syn troan en noch djipper bûgden se as de earste kear.

‘O kening, libje yn ivichheit’, seine se. ‘Hawwe jo net in gebod tekene dat alleman dy't dizze moanne hwat forsykje soe oan hokfor god of minske, bihalve oan jo, yn 'e liuwekûle wurpen wurde soe?’ De kening antwurde: ‘Dat is in útmakke saek, in wet fan Meden en Perzen, dy't net ynlutsen wurde kin’.

Doe seine de foarsten: ‘Daniël, ien fan 'e ballingen út Juda, hat jo, o kening gjin acht slein, noch it gebot dat jo tekene hawwe, mar hy is nei syn boppeseal gien en

op syn knibbels fallen en trijeris hat er syn god oanroppen, lyk as wie der gjin wet fan 'e kening útgien. As it in gewoan man west hie, miskien dat wy dan swijd hiene, mar dy't sok in heech amt hat en in foarbyld jaen moat en dan sokke dingen docht, dy moat syn straf drage’.

En doe bigriep kening Darius it hiele falske komplot. Allinne om Daniël ta in fal to bringen, hiene se doe dy wet opsteld en hy, forbline dat er wie, hie der syn namme ûnder set. Sa ûnnoazel wie er der ynroun en nou wie it to let! Hy hate se, dy hiele binde dy't dêr stie mei har skynhillige troanjes, mar hy koe der neat fan sizze: de wet wie wet yn it ryk fan Perzië en dêr koe sels in kening neat oan foroarje!

Mar hy liet it der dochs net by sitte; Daniël

‘Myn God... hat de bek fan 'e liuwen tasletten...’

soe net stjerre troch syn dwaesheit. Hiel de dei die er alle war om in útwei to finen, de iene konferensje jage de oare, de knapste rjochtsgelearden spande er der foar, mar it joech him neat. In wet fan Meden en Perzen koe net wer ynlutsen wurde en as er it dochs die, stie hiel syn keningskip op losse skroeven. Hoe soe er ea wer in misdiediger straffe kinne, as hysels, de kening, de wetten briek? En doe't, deselde jouns noch, de steedhâlders jitris kamen en de dea fan Daniël easken, joech er bilies en liet him komme om it fonnis oan to hearren.

Sa stie de âlde profeet foar de kening, rjocht en moedich, as ien dy't wit dat er gjin kwea dien hat. Hy wie in âld man en as it syn tiid wie, dan soe er rêstich stjerre. Mar sa net, syn God wie machtigernôch om him to rêdden fan 'e wylde dieren. Hy wie yn God's hân. Dat hy klage net, doe't er it hurde fonnis hearde; hy wist ek wol dat de kening him wol jerne rêdde woe, mar dat it net koe om 'e wet, de ûnbarmhertige wet fan Meden en Perzen. Doe't hja him fuortbrochten, gyng de kening sels mei, it wide park troch nei de liuwekûle. En yn syn bitter fortriet sei er noch: ‘Mei dyn God, dystû trou tsjinnest, dy dochs noch forlosse’. It wie as forwachte dizze heidenske foarst noch in wûnder fan Iraëls God. Doe namen de foarsten en de steedhâlders Daniël en wurpen him foar de úthongere liuwen. Hja laken wreed; dy Judéër soe har net wer op 'e fingers sjen! Darius hie noch hoop, sa't it like, mar hja wisten better: út dizze kûle wie noch noait ien libben weromkommen...

Doe't de iepening fan 'e kûle dutsen wie mei in mânske stien en sletten mei it kenings-segel, gyngen hja elk syn wegen: de steedhâlders nei har hûs en de kening nei syn paleis. Dy nacht krige er gjin wink yn 'e eagen; hy iet net en dronk net en oan ien wei wiene syn gedachten by Daniël. Soms tocht er: It kin net, gjin god kin him in lange nacht biwarje by dy roppige liuwen, mar dan kamen him dy forhalen yn it sin, dy't Daniël him dien hie, en dan hope er wer tsjin hope.

De oare moarns, doe't de dage noch mar amper oan 'e loft wie, gyng er der ôf; hastich teach er de klean oan en gyng it tún yn. Hy wie noch net ienris oan 'e kûle ta, doe rôp er al: ‘O Daniël, dû tsjinstfeint fan 'e libbene God, hat dyn God, dystû sa trou tsjinnest, dy forlosse kinnen fan de liuwen?’ Mei it ear by de stien harke er. It koe net, it wie ûnmûglik! En doe kaem, ûnder út 'e kûle, it lûd fan Daniël: ‘Myn God hat in ingel stjûrd, en dy hat de bek fan 'e liuwen tasletten, dat hja my neat dwaen koene, om't ik ûnskuldich foar him bifoun bin. En ek haw ik jo, o kening, gjin ûnrjocht dien’.

Noch noait yn al dy jierren dat er libbe, hie kening Darius sa bliid west; mar ek noch noait hie er sok in wûnder sjoen. Hy rôp syn feinten en yn alle haest skuorden se de stien foar de kûle wei; doe't Daniël oplutsen wie en foar de kening stie, wie der skea noch skeel oan him to sjen. It snoade plan fan 'e steedhâlders wie mislearre en har falske oanslaggen kamen op har eigen holle del.

Ynpleats fan Daniël kamen se sels yn 'e kûle, hja en har froulju en bern en dy kears wie der gjin ingel fan God dy't de liuwen de bek ta-boun: allegearre waerden se forskuord troch de wylde dieren. Sa naem kening Darius wraek oer hwat de steedhâlders dien hiene en, lyk as Nebukadnezar nei syn sykte joech hy ek in proklamaesje ta eare fan Daniëls God.

Darius de Meder hat net lang mear libbe nei dizze wûndere rêdding, mar ek syn opfolger, Koares, hâldde Daniël yn eare en harke nei syn rie. En yn it lêst fan syn libben krige de âlde profeet noch in iepenbiering fan 'e Heare, dat de tiid fan 'e

ballingskip nou dêrmei om wie en dat it folk fan Juda mei gauwens wer werom mocht nei it âlde lân. Yn dat blide witten, âld en de dagen sêd, is de fromme Godsman rêstich stoarn yn it frjemde lân.

It twadde hûs

OER IT GREATE RYK FAN PERZIE regearre nou de kening Koares, of, sa't er ek faek neamd wurdt, Cyrus. Hy wie in moedich en kundich fjildhear, dy't gâns folken ûnder syn skepter twongen hie, mar hy wie ek in wiis en great kening, hiel

oars as destiids de wrede hearskers fan Assyrië en Babel. It kaem net yn him op om hiele folken út har lân wei nei frjemde streken to bringen: elk folk dat him ûnder syn skepter deljoech en op 'e tiid skatting bitelle, liet er yn syn wêzen en hja hiene alle frij om eigen goaden to tsjinjen. Soms, as it sa útkaem, boude er har forfallen timpels wer op, op bitingst dat hja to-nei ek foar him bidde en offerje soene en sa tocht er ek, dat it goed wêze soe as der to Jeruzalem wer in timpel kaem foar de Heare. It moast in machtich god wêze, dy't dêr yn dat lytse Juda wenne en it soe him wis gjin skea dwaen as er him in hûs en in folk biskikte, lyk as er eartiids hawn hie.

Dat hy praette der oer mei syn riedshearen en net lang neitiid waerd yn alle stêdden dêr't Joaden wennen, in proklamaesje bikend makke, dêr't yn stie: ‘Sa seit Koares, de kening fan 'e Perzen: de Heare, de God fan 'e himel, hat my alle keninkriken fan 'e ierde jown en Hy hat my hjitten Him in hûs to bouwen to Jeruzalem. Hwa't dan fan syn folk oerbleaun is, lit dy optsjen nei Jeruzalem en bouwe it hûs fan 'e Heare, de God fan Israël. En elk dy't ré is om nei Juda to gean, him sille de lju fan syn stêd helpe mei sulver en mei goud, mei fé en mei wijjeften foar it hûs fan dy God, dy't to Jeruzalem wennet’.

It wie foar de ballingen yn Babel in greate dei, doe't hja de oprop fan 'e kening liezen. Hoe faek hiene se net mei triennen tocht oan it âlde lân, dêr't de timpel stie en dêr't de Heare wenne boppe de cherubim en dêr't ien kear de Messias hearskje soe oer alle folken fan 'e ierde? Hja hiene altyd noch de hope hawn dat it folk fan God dêr wer hinne gean soe, ien kear, hwa wist yn hokker fiere takomst - en nou wie it sa fier, nou al, sûnder dat hja der om frege hiene. Nou mocht it! Hja koene it noch hast net leauwe, mar it stie der, swart op wyt, mei it segel fan Koares derûnder.

Fansels bigriepen se wol, dat it net maklik wêze soe om dêr fier yn it lytse Juda in nij libben to bigjinnen; to'n earsten soene se it der minder hawwe as yn Babel, dêr't se nou al hast fyftich jier wenne hiene en dêr't hja gâns efterlitte moasten. En foaral de jongerein, dy't it âlde lân noait sjoen hie en yn 'e frjemdte berne wie, soe it swier falle. Mar dochs woene se de reis oangean. It gyng net om har sels, it gyng net iens om 'e kening, dy't miende dat er mei hwat offers de gunst fan God keapje koe - it gyng om 'e takomst fan har folk, it gyng om de Heare, dy't har rôp ta de greate reis, ta in hillich wurk. Foar Him moast al it oare wike. Né, net de kening fan Perzië rôp de mannen fan Juda op, it wie de God fan Israël dy't syn fordwaelde keppel wer thús bringe woe! Hy wie syn folk noch net forgetten; en dêrom sloech har it hert sa wyld en dêrom blonken yn har eagen de blide triennen...

Mar doe't de earste blidens hwat bikommen wie, doarsten se dochs lang net allegearre de reis nei Juda oan. Guon hiene hjir yn Babel har wurk en bidriuw en dêr koene se net sa mar útbrekke; oaren wiene ryk wurden en hiene huzen en lân en fé en de romte fan slaven, wer oaren wiene yn Babel berne en fielden neat foar dat earme Juda en foar de strange tsjinst fan dy machtige God. Men koe der maklik oer prate, men wist hwat men yn Babel hie en net hwat men yn Juda krige! It wiene ek suver allinne mannen fan Juda en Benjamin dy't har opjoegen om mei; dy fan it tsien-stammenryk, dy't al sa folle earder yn ballingskip gien wiene, koene der alhiel net mear ta komme.

En dochs, doe't alles klear wie en alle famyljes ynskreaun wiene, waerd it noch in hiele karafaen: mei de froulju en de lytse bern der by noch oer de fjirtich tûzen. In hegepreester gyng mei, Jozua de soan fan Josadak en fjouwer tûzen preesters en dan

noch in lyts tal Leviten en poartewachters en timmerslaven, genôch yn elk gefal om de tsjinst waer to nimmen yn 'e timpel dy't se bouwe soene. De measte oaren wiene gewoane minsken: boeren en ambachtslju en lytse keaplju, dy't de saken der oan joegen en dy't de earmoede yn Juda leaver hiene as de skatten fan Babel. Tige rike lju wiene der mar inkelden by en op fjirtich tûzen minsken wiene der mar sels tûzen ezels en in mannich hynders en kamielen. Dat fier wei de measten moasten it hiele ein rinne, fiif lange moannen oanien; mar dêr sieten se net oer yn: it wie al moai dat hja wer nei it âlde lân werom mochten en dat hja net mei lege hannen kamen. Hwant al it goud en sulver dat

Nebukadnezar meinommen hie, alle skalen en bekers en kannen en alle offer-ark út 'e earste timpel, hie Koares har meijown en elk hie fan freonen en goe-kunde iten mei krige foar de reis en sulver en goud en wijjeften foar de timpel, krekt sa't de kening it bisteld hie.

Hja trieken op ûnder de lieding fan Serubbabel, in man út it hûs fan David en fan Sjesbassar, dy't de kening ta lânfâd bineamd hie. Nei in lange mars kamen se wurch en bliid yn Juda oan en sloegen se de tinten op by Jeruzalem. Mar de jonge, hastige minsken, dy't tochten dat it nou fuort daliks mar op in bouwen gean soe, murken al gau dat dat net koe. Der lei noch wol gâns lân foar wyld om 'e âlde stêd hinne, mar dat wiene de bêste stikken net en it oare wie suver allegearre al fordield. It wie in nuver folkje, dat dêr wenne tusken de bergen en yn 'e smelle dellings: minsken dy't net mei fuortgien wiene yn 'e tiid fan Nebukadnezar en dy't dus ek by Juda hearden, mar ek gâns Samaritanen en Edomiten en rûch folk út 'e toarre steppen, dy't har hjir nei wenjen set hiene. Dy tsjinnen fansels allerhanne goaden en fan tiid ta tiid brochten se in offer oan it gouden keal to Bethel, om't hja nou ienris yn dit lân wennen en dus de god fan it lân ek hulde dwaen moasten. Mar allegearre mienden se dat hja de âldste rjochten hiene en hja seagen dy ballingen út Babel mei skeane eagen oan. Dat it duorre wer moannen en moannen ear't elk in dak boppe de holle hie en in hoekje groun om der fan to libjen en sa lang moast it wurk wachtsje.

Mar doe't lang-om-let alles regele wie, net sûnder skeel en muoite, koe it dan oangean en alle man dy't in stik ark tille koe, triek nei Jeruzalem. Alderearst waerd it greate brânoffer-alter boud, op itselde plak dêr't it stien hie yn 'e timpel fan Salomo. Doe't it klear wie - en der wie hiel hwat to suverjen en op to romjen ear't it sa fier wie! - waerd it fuortdaliks ynwijd en sûnt dy deis rikken alle dagen de offers wer ta eare fan God en waerden de hillige feesten wer fierd dy't Mozes al foarskreaun hie.

En dêrmei bigoun dan it greate wurk: de bou fan 'e timpel. Lyk as yn 'e dagen fan Salomo, reizgen der boaden nei Tyrus en Sidon en bistelden dêr fan it bêste sederhout: de beammen waerden kappe op 'e Libanon en dan flotten handige skippers it hout nei Joppe. Út dy havenstêd wei waerd it mei folle muoite nei Jeruzalem sleept; it duorre tiden en tiden ear't de earste frachten der wêze koene. Yn dy tuskentiid lykwols, sieten se to Jeruzalem net stil en bigounen se mei de founeminten yn oarder to meitsjen. Stien wie der genôch om Jeruzalem hinne en bûtendat siet der noch hiel hwat yn 'e groun fan 'e earste timpel. Dat yn koarte tiid wie de grounslach fan it hûs ré en yn it twadde jier, yn 'e twadde moanne, waerd de earste stien fan it timpel-gebou lein.

Sok in blide dei koe fansels net ûngemurken foarbygean en wer teach elk dy't koe nei Jeruzalem. Der waerden rike offers brocht en der wie muzyk fan trompetten en symbalen en doe't de preesters mei lûde stim de Heare priizge hiene, foel al it folk yn en fier oer de bergen klonk it lûd jûchhei...

Mar der wiene ek minsken by, dy't de mûle net nei jubel stie, de âlderen, dy't de ûndergong fan 'e earste timpel noch meimakke hiene en dy't it leed en de illinde fan dy dagen noch net forgetten wiene. Hjir stiene se by de founeminten fan 'e twadde timpel en hja wiene ek wier wol tankber dat de Heare har dit dochs jaen woe, mar yn gedachten seagen se wer de flammen slaen út it earste hûs. Om har hinne wie it bliid jûchhei fan it folk, mar it wie as hearden se wer de wylde striidrop fan 'e

Chaldeërs, it kletterjen fan wapens, it dreunen fan 'e bilen op doarren en poarten. Wis, hja gunden it folk de wille wol, mar sels koene se net sjonge: it wie har as gyngen se wer de mars nei Babel oan, as soene wer de swipen fan 'e driuwers oer har bûgde rêggen gean. En doe't de muzyk al lûder waerd, koene se it net mear goedmeitsje en bigounen se to skriemen, earst sunich, doe al lûder en forheftiger. Mar yn 'e jubel fan al dy oaren waerd it lûd fan har gûlen wei...

De dagen dy't folgen gyng it wurk wer fierder. Stadich mar wis riisden de muorren omheech en elk die mei moed syn swiere plicht. Hwat hindere it dat de sinne ûnbarmhertich baernde, dat de dagen to

lang wiene en de nachten koart, as it hillich hûs fan God mar dijde ûnder har warbere hannen? Nou soe it net lang mear duorje, dan wie de timpel klear, dan hie de Heare syn twadde hûs yn it formidden fan syn folk.

En doe, midden yn it greate wurk, kaem der hwat tusken en lei alles stil! It folk fan it lân en de Edomiten en Arabieren dy't yn Juda wennen en de Samaritanen út it Noarden kamen by Serubbabel en fregen, oft hja net mei bouwe mochten oan 'e timpel. Hja wennen hjir nou al sa lang, founen se, dat hja der dochs ek by hearden en hja wiene ek wol genegen om de Heare to tsjinjen en to offerjen. Dat hja tagelyk ek noch har âlde goaden tsjinnen en dat hja oan't nou ta noch noait in slach dien hiene om 'e forfallen timpel wer to bouwen, dat seine se der mar net by! De Samaritanen pleiten der sels noch op, dat hja de Heare al lange jierren tsjinne hiene - mar dan neffens de rigels fan Bethel, de tsjinst fan it gouden keal, dy't de Heare in grouwel wie.

Serubbabel en Jozua seine har rjocht út dat der fan meibouwen neat komme koe. Wie Israël net krekt yn ballingskip rekke om't hja altyd wer de goaden en de Heare beide tsjinje woene? Wie al dit leed net oer har kommen om't hja syn wet forwurpen hiene en syn timpel ûntwijd? Soene se dan nou wer yn it selde kwea forfalle en wer ôfwike fan 'e âlde sede en fan 'e strange wet? En bûtendat: hie kening Koares hàr net de opdracht jown om it Godshûs to bouwen? Hie er hàr it goud en sulver fan 'e timpel net tabitroud? Hàr en oars gjin ien?

De Samaritanen wiene forgrime, doe't hja sa ôfstegere waerden. Wiene hja dan safolle minder as dy ballingen út Babel, dy't hjir noch mar in jier as twa wennen en dy't krekt diene as hiene se der noait wei west? En as hja net mei dwaen mochten oan 'e offertsjinst, as hja dy God to Jeruzalem net earje mochten, soe syn grime dan net tsjin har oplôgje en soe Er har dan net slaen mei honger en sykte, mei ûnwaer en misgewachs? Né, as hja net meidwaen mochten, dan wie it better dat der alhiel gjin timpel kaem!

En fan dy tiid ôf bigounen se de mannen fan Juda op alle menearen to pleagjen en doe't dat net genôch holp en it wurk noch altyd trochgyng, kochten se de hege amtners fan 'e kening om, dat dy de bou forbeaën. It kaem sa fier dat it hiele wurk, dat mei safolle moed en kriich bigoun wie, stillei. As in hún stiene dêr de keale muorren, noch lang net ôfboud en sûnder glâns en sier. En salang't kening Koares regearre oer Perzië en ek noch ûnder it regear fan Cambyses, bleau it sa. It like wol oft de timpel noait klear komme soe en oft de Heare, de God fan Israël, gjin hûs wer ha soe to Jeruzalem!

Mar doe't de jierren forrounen en doe't de ballingen de moed al lang opjown hiene, tocht God oan har en joech Er útkomst. Twa profeten, Haggaï en Sacharia, bigounen it folk moed yn to sprekken en wiisden har op har plicht. ‘Klim op 'e bergen’, rôp Haggai, ‘en fier hout oan en bou dit hûs, en Ik sil der myn gefallichheit oan hawwe en forhearlike wurde, seit de Heare. Hwant ik haw de droechte roppen oer it lân en oer de bergen, oer it nôt en oer it druvesop, oer de minsken en oer de beesten. En hwerom? sprekt de Heare der heirskaren. It is omdat jim skrept hawwe op jim lân en boud hawwe oan jimme eigen huzen, mar myn hûs hawwe jimme gewurde litten, dat it oan pún leit’.

Doe skammen se har, de mannen fan Juda en Benjamin en sûnder dat hja har steurden oan 'e tsjinstanners, bigounen se mei nije moed to bouwen. En foar alle man

dy't bang wie en klage dat it dochs wol neat wurde soe, hie de profeet Sacharia in hearlik Godswurd: ‘De hannen fan Serubbabel hawwe dit hûs grounfêste, syn hannen sille it ek ôfbouwe, dat jimme witte meije dat de Heare my ta jim stjûrd hat...’

Noch ien kear bisochten de tsjinstanners om it wurd op to kearen en de lânfâld fan ‘Oer-de-Rivier’, de provinsje dêr't Juda by hearde yn 'e tiid fan 'e nije kening Darius, kaem sels to Jeruzalem om to sjen hoe't it der foar stie. Serubbabel en syn helpers lieten har lykwols net wer fan it stik bringe: Hja seine dat kening Koares har frij jown hie to bouwen en dat er har sels oplein hie om de timpel klear to meitsjen. Yn ien fan 'e regearingsgebouwen yn 'e provinsje Babel soe wis it keninklik edikt noch wol to finen wêze, dat

er jown hie yn syn earste jier. De lânfâd stjûrde daliks in boade nei de kening en doe't der ûndersyk dien waerd yn 'e archiven, die it bliken dat de ballingen gjin wurd to folle sein hiene. Kening Darius stjûrde birjocht dat it ôfskrift fan it edikt fan Koares foun wie en hy lei de lânfâd op dat er soargje moast dat gjin-ien de mannen fan Juda mear lestich foel. En dat net allinne, mar hja moasten har fan dei op dei helpe mei jongfé en rammen, mei sâlt en oalje en wyn, ‘dat hja de God fan 'e himel swietrokige offers offerje meije en bidde foar it libben fan 'e kening en syn bern’.

En sà is it doe fierder bard: gjin lânfâd noch Samaritaen weage it mear om in hân nei de ballingen út to stekken, gjin Edomyt noch Arabier brocht mear klachten tsjin har yn en yn it sechste jier fan Darius wie alles klear en waerd de nije timpel ynwijd mei sang en klang en de romte fan offers. Dat jier foar it earst waerd to Jeruzalem it feest fan Peaske wer fierd lyk as it hearde neffens de wet fan Mozes...

Der wie greate blidens by de ballingen út Babel, doe't de timpel klear wie. Hast tweintich jier wie der forroun sûnt de greate karafaen yn Juda oankommen wie, mar nou wie it dan dochs sa fier, nou hie de Heare syn hûs wer to Jeruzalem, nou woe Er wer wenje yn it formidden fan syn folk. Hwat hindere it, dat dit twadde hûs sa moai net wie as it earste, dat Salomo boud hie? Hie de profeet net sein dat alles goed komme soe en dat de hearlikheit fan dizze twadde timpel greater wurde soe as dy fan 'e earste? Wis, dat moast allegearre noch en it like der nou noch net folle op, mar hja twivelen net dat it sa komme soe. Nou wie Juda noch in diel fan it greate Perzyske ryk, in lytse úthoek fan 'e provinsje Oer-de-Rivier, mar ien kear soe it de haedstêd wêze fan hiel de wide wrâld. Dan soe der wer in kening sitte op 'e troan fan David, in kening, dy't de ‘heidenen hoedzje soe mei in izeren skepter’. Hwa wist hoe gau dat al net wêze soe?

En wylst de mannen fan Juda dreamden fan in ljochte takomst, fan in Messias dy't komme soe yn keningshearlikheit, fan wylde heidenfolken dy't bûgden foar de God fan Israël, stie der yn 'e keningsstêd Susan in machtich fijân op, dy't hiel it folk fan Israël, yn Perzië en yn Juda, fordylgje woe...

Ester, keninginne fan Perzië

KENING DARIUS HIE LANG OER IT Perzyske ryk regearre en gâns fijannen hie er yn 'e rin fan 'e jierren forslein, mar it lytse Grikenlân, dêr't er mei in machtich leger en in greate float tsjin optein wie, dêr koe er gjin baes fan wurde. Hy wie drok dwaende om in twadde legermacht út to rissen, doe't er stoar en syn soan Ahasfearos him opfolge.

De nije kening wie daliks al fan doel om wraek to nimmen op 'e Griken, mar troch in opstân yn 'e úthoeken fan syn ryk, koe er der net earder wurk fan meitsje as yn it tredde jier fan syn regear. En doe gyng it noch lang net flot! Forskate fan syn riedslju fielden net foar in nije oarloch en bûtendat soe it net tafalle om út alle provinsjes de swiere skatting los to krijen dy't nedich wie foar sok in fiere en djûre tocht.

Mar Ahasfearos, al wie er dan gjin great en wiis kening - hy koe yn 'e fierte net lykje by sokke mannen as Nebukadnezar en Koares en by syn heit, Darius - wist der wol rie op om syn sin troch to setten. Alle hege amtners en offisieren en alle steedhâlders liet er by him yn 'e stêd Susan komme en hûndert tachtich dagen lang

rieplachte er mei har oer de kommende striid. En al dy tiid, hiel dat lang healjier, wiene der jouns feesten op 'e keningsstins en liet er har al syn macht en rykdom sjen. Oan'e ein wiene se sa ûnder de yndruk, dat gjinien him langer forsette doarst tsjin syn plannen: de oarloch tsjin Grikenlân soe troch gean en elk soe syn úterste bêst dwaen. De kening lake breed, doe't it greate bislút fallen wie; it slimste wie achter de rêch, tocht er: de oerwinning wie yn it foar al wis.

Yn elk gefal soe der earst noch in great feest wêze yn 'e keningsstêd en ditkear net allinne foar de hege hearen, mar in folksfeest yn it Park, dêr't elk en ien kom-

me mocht, dy't by de kening yn tsjinst wie, It hindere neat dat der yn hiele Susan gjin seal wie, dy't safolle minsken bergje koe: yn it greate keningspark, tusken de wytmarmeren pylders, makken se in tinte fan wite en bûnte en blauwe kleden. De gasten leine op gouden en sulveren divans op in flier fan marmer en bûnte stien en der wie wyn by de rûs yn gouden bekers. Mar in stiif en deftich feest soe it dochs net wurde, hie de kening hjitten en nimmen, ek de lytse lju net, soene mei lêst oan tafel sitte. Dat dy't it wyndrinken troch-en-dei wend wiene, hoegden net op 'e kening to wachtsjen en de oaren, dy't der sa goed net oer koene, mocht neat oantwongen wurde.

Ahasfearos mijde him sels ek net en de sawnde deis wie er suver dronken. Hy bigoun to bearen oer syn macht en rykdom, oer syn goud en syn sulver en op it lêst oer syn froulju en oer de jonge keninginne, Fasti. ‘Ik sil jim sjen litte’, rôp er lûd, ‘dat ik foar jimme, myn trouwe tsjinstfeinten, alles oer haw: ik sil Fasti helje litte, dat elk mei eigen eagen sjen kin hoe moai en jong hja is’. Hy wonk en sawn keamerjonkers gyngen om de keninginne to heljen út it froulju shûs, dêr't hja mei de froulju fan Susan feest fierde.

Djip bûgden de sawn jonkers foar de hege frouwe en doe, sa mijen as hja koene, seine se har boadskip. Oft de keninginne daliks komme woe en de gouden kroan opsette: de kening wachte op har en woe har sjen litte oan syn gasten. De jonge frou riisde oerein; har wangen gloeiden en har donkere eagen fonkelen; hja trille fan lilkens. Hwat miende de kening wol? Hja wie dochs fêst gjin slavin, dy't er to pronk sette koe foar al dy dronkene mânlju? As hy, Ahasfearos, dan net wizer wie, dan soe de keninginne wizer wêze. En heech en koel, en sa lûd dat elk fan har gasten it hearre koe, sei se: ‘Gean hinne en siz tsjin jim hear, dat Fasti net komme wol!’ Doe gyng se sitten en it feest gyng fierder as wie der neat bard.

De sawn keamerhearen stiene noch by har stoel en trillen suver. Dat koe se dochs net miene, dy dappere jonge frou? Noch noait hie ien it weage om tsjin 'e kening to sizzen: Ik wol net! en nou syn eigen frou! It wie fansels ek net moai, hwat de kening woe, it hearde sa net, mar dêrom koe men der noch net tsjin yn gean! Hwat de kening seit, dat moat trochgean. En as hja net tajoech, dan koe it har it libben kostje. Noch ienkear fregen se, twingend, smeekjend suver. En jitris seach de hege keninginne har oan. ‘Gean, en doch hwat ik jim hjitten haw’. Doe gyngen se, de sealen en de gongen troch en oer de paden fan it park en seine de kening oan, dat Fasti net komme woe...

Ahasfaeros skamme him net; it kaem net yn him op, dat syn frou better wie as hysels en dat hja him biwarje woe foar dizze slimme skande. Hy bigriep net iens, dat as Fasti kommen wie, de minsken der letter skande fan sprekke soene. Hy wist op dat stuit mar ien ding: dat in frou syn gebot net achte hie, dat de keninginne opstien wie tsjin de kening en dat er har swier straffe moast. Hy frege de sawn riedshearen dy't njonken him sieten, hwat er syn frou dwaen moast. De sawn wize mannen hoegden har net lang to birieden. Hwat Fasti dien hie, seine se, wie tige slim. Hwant net allinnich, dat hja har man en kening oerhearrich west hie, mar hja hie it dien op it feest, dêr't alle froulju by wiene. Dat as dit kwea net straft waerd, dan soene alle froulju yn Perzië opstean tsjin 'e man en der soe skeel en rûzje komme yn alle huzen. ‘Dat ús rie is sà, o kening: jo moatte Fasti ôfsette as keninginne en dat moat fêstlein wurde by in wet dy't net wer ynlutsen wurde kin, in wet fan Meden en Perzen.’

En sa't de sawn wizen ret hiene, de jouns fan it feest, sa foel de oare moarns it bislút fan 'e kening. Hja hellen Fasti op en namen har de gouden kroan fan 'e holle en sleaten har op yn ien fan 'e keamers fan it twadde frjouljushûs. Dêr moast se bliuwe, iensum en forlitten oan har deadsdei ta. De kening hat har noait wer sjoen.

It wie in jiermannich letter. De tocht nei Grikelân wie net in greate oerwinning wurden, sa't Ahasfearos hope hie, mar it wie útroun op skea en skande en op in great forlies oan minsken en jild. Dagenlang siet de kening yn syn paleis, forgrime en bitter en yn dy tiid krige er langst nei Fasti. Nou seach er wol yn dat hja in flinke frou wie en hy skamme him oer hwat er dien hie. Soms hie er in frjemde langst om har komme to litten en to freegjen, oft alles wer goed wêze soe tusken

har, mar dat sette er ek wer fan him ôf. It koe net, in man koe dochs de minste net wêze, to-minsten in kening net. En bûtendat, dy wet, dy't er sels tekene hie, koe net wer ynlutsen wurde. Mar dochs tocht er faek oan har en dat woe er dan wer net wêze en fan gefolgen waerd er stil en stúmsk en syn tsjinners hie er gjin goed wurd foar oer.

Dy hiene it lykwols lang al murken hwat der oan skeelde mei de kening en hja ornearren dat der hwat oan dien wurde moast. Dat hja gyngen nei Ahasfearos ta en fregen frij om oeral yn it keninkryk jongfammen op to heljen, dan koe er dêr mei de tiid ien útkieze en keninginne meitsje yn it plak fan Fasti.

It like de kening skoan ta en sa teagen de boaden út troch it hiele ryk en brochten oeral wei tsjeppe fammen nei it keninghûs. Dêr kamen se dan ûnder de hoede fan Hégai, de haremwachter, en dy forsoarge har dan in jier lang mei it bêste iten en de djûrste salven, dat hja der soun en fris útsjen soene, de deis dat it har tiid wie om nei de kening ta. Op in joun waerden se by him brocht yn syn keamer en dêr bliuwen se oan't de oare moarns ta. Soms rôp de kening har jitris op, mar meastal forgeat er se daliks wer en wachten se om 'e nocht. Hja kamen noait wer frij: it âlderhûs en heit en mem en de broers en susters seagen se noait wer.

By de fammen dy't yn 'e stêd Susan ophelle waerden, wie ek in Joadinne, in wees, dy't Hadassa hiet en letter altyd Ester naemd waerd. Doe't har âlden stoarn wiene, hie har neef Mordechai har oannommen as syn dochter en hy hie altijd as in heit foar har soarge. Hy hie noait oars tocht as Hadassa soe ienkear trouwe mei in man fan har eigen folk, ien dy't ek yn it frjemde lân it âlde folk en de âlde God net forgeat - en nou kaem it sà, nou easken de keningsboaden har op foar Ahasfearos. Mordechai wie der net bliid mei: sels wie er yn tsjinst by de kening en hy wist mar al to goed dat it hôf fan Ahasfearos gjin bêst plak wie foar in jong fanke. Mar hy koe der fansels neat oan dwaen: de kening wie baes en as dy jins bern opeaske, dan koe men se mar jaen. Mei in swier moed liet er de jonge Ester gean. Allinne ien ding hie er him fêst foarnommen: hy soe ek as hja yn it paleis wie, har riedsman blíuwe en op har ta-sjen. It mocht fansels net heal, mar hy wist der wol in wei op om har birjochten ta to krijen. Dat dêrom hie er har strang oplein om tsjin gjinien to sizzen dat Mordechai famylje fan har wie en dat hja by it folk fan 'e Joaden hearde.

En sa gyng Ester fuort, drôvich om it ôfskie fan Mordechai, har iennichste freon en helper en tagelyk ek in bytsje greatsk. Hja moast wol tige moai wêze dat de feinten har hellen foar de kening... Keninginne soe se wol net wurde... en dochs. It koe soms sa nuver rinne yn it libben... Hégai, de haremwachter, dy't al sa folle fammen kommen en gean sjoen hie: greatske en dimmene, bretale en bideste, ynbannige en wylde, Hégai hie fuort doe't er har seach mei Ester op. Hy joech har de moaiste keamer yn it frouljushûs en de bêste fan 'e fammen en doe't, nei in jier, it har joun wie om nei de kening, riste er har sels mei út. Hy liet har gean sûnder sier fan goud en pearels en hy leaude fêst dat de kening har kieze soe.

It kaem út sa't Hégai tocht hie. Fan alle fammen dy't Ahasfearos hawn hie, hie er Ester leafst en it duorre net lang of it waerd bikend yn Susan dat Ester keninginne wurde soe yn it plak fan Fasti. Doe wie it feest yn it greate ryk, de kening dielde jeften om en alle wurk stie stil.

Fansels wie Ester tige bliid: dit wie better as in libben lang yn it frouljushûs to sitten as in fûgel yn in djûre kou. Mar al wie hja dan ta hege steat kommen - it earme

weesfanke op 'e troan fan Perzië! - hja forgeat har komôf dêrom net en hja harke yn alles nei de rie fan Mordechai.

Haman

SA WENNE ESTER DAN YN 'E STINS en alles dat har hert bigearde, joech de kening har. Allinne ien ding wie har yn 'e wei: dat Mordechai sok needrich wurk hie, wylst hja, syn oannommen dochter, yn wielde libbe. Mar dêr wie neat oan to dwaen, hwant as it útkaem dat hja fa-

mylje wiene, soe der fêst gjin mûglikheit mear wêze om him birjocht ta to krijen. Mar doe barde it op in kear dat Mordechai de kening it libben rêdde. Twa offisieren fan 'e wacht rounen mei plannen om, om Ahasfearos to deadzjen, mar Mordechai hearde der fan en brocht it út. De beide ûntrouwe tsjinners waerden ophongen en yn it kronykboek fan 'e kening waerd Mordechai mei eare neamd. Ester tocht fêst dat har neef nou wol forhege wurde soe, mar de dagen gyngen foarby en der barde neat.

Ynpleats forhege Ahasfearos yn dyselde tiid ien fan syn tsjinstfeinten, Haman, dy't in Amalekyt en in fûle fijân fan 'e Joaden wie. It foel Ester tige ôf en it stiek Mordechai ek. Net dat er sels sa op amten en eare bigien wie, mar hy hie op it lêst de kening it libben rêdden en dy Haman hie noch noait hwat foar in oar dien: hy koe wakker moai mei de kening omprate, mar hy tocht allinne om him sels. En dan, in Amalekyt! Fan âlde tiden ôf hie Amalek de fijân fan Israël west en nou, yn dizze falske Haman, stiek it jitris de kop omheech. Hwa wist, hwat de Joaden nou wer to wachtsjen stie.

Hwant it like wol dat Haman de kening alhiel yn 'e macht hie: hwat er ha woe, dat krige er en hwat hy bitocht waerd wet. Op in kear waerd der yn 'e stins bikend makke dat alle boaden fan 'e kening foar Haman bûge moasten. Fansels kaem elkenien to Susan dat foarskrift nei, bihalve ien en dy iene wie Mordechai. Hy koe der net ta komme en bûch foar ien dy't syn folk sa hate en dêr't, fan âlde tiden ôf, Gods flok op lei. Dat jouns, as Haman nei hûs ta gyng en de hiele wacht foar him del foel, gyng Mordechai oan 'e kant en as dat net sa gau koe, bleau er rjochtop stean. Haman sels murk it net ienris, sa'n niget hie er oan dy bûgde rêggen, mar de boaden fan 'e kening murken it wol. Hja sprieken Mordechai der oer oan en seine dat er wol oppasse mocht: dy Haman wie moai by de kening, mar wreed oer syn minderen en as er it murk... Mordechai sei har rounút hwer't it op stie. ‘Ik bin in Joad en de flok fan myn God leit oer alle bern fan Amalek, dat soe ik foar sa'n ien bûge? Noait!’ En bidaerd, as wie der neat bard, gyng er syn wegen.

De keningsfeinten seagen him nei, sa't er dêr hinne roun, greatsk en daegjend, as wie er tsien sokken as Haman treast, Sa hiene se it noch noait meimakke, en dat fan in Joad, dy't gjin amt noch posysje hie! Dat soene se dan noch ris sjen oft dy it tsjin in man as Haman yn 'e kant sette doarst! As er har rie - út goederbêst hiene se him warskôge - sa'n bytsje telde, dan hoegden se him ek net to mijen. En daliks gyngen se nei Haman ta en brochten him alles oan. De hege riedshear lake spotsk. It stie har to priizgjen dat hja sa foar syn eare opkamen, mar hy, Haman, koe wier gjin drokte meitsje om in slaef dy't syn plak net wist! Mar doe't hja him fortelden hwerom't Mordechai net bûge woe, en dat er in Joad wie, né, doe lake er dochs net mear. In Joad, tocht er bitter, ien fan dat folk fan Israël, dat Amalek al sa folle kwea dien hie. En alles kaem him wer yn it sin, al dy âlde forhalen fan Mozes en Jozua, fan Samuel en Saul. Altyd hie Amalek forlern, mar dizze kear hiene se de macht. En wylst er mei greate stappen nei hûs ta roun, naem er syn bislút: hy soe de striid opnimme, net tsjin dy iene Joad dy't him gjin hulde dwaen woe, mar tsjin hiel dat folk en tsjin de god fan dat folk. En dizze kear soe Amalek triomfearje...

Mei syn freonen en syn wizen rieplachte er oer syn plannen. It like har it gaedlikst ta dat der in wet makke waerd, dat alle Joaden yn Perzië op ien dei formoarde wurde moasten. It hong fansels fan 'e kening ôf, mar dy soe it syn freon Haman net wegerje! It wie de fraech allinne mar hokker dei de bêste wie. Foar sok in wichtich en great ding koe men net sa mar in datum stelle; it moast in dei wêze dy't de goaden goed

wie. Dy deis - it wie de tolfte fan 'e earste moanne - wurpen de wizen it lot. It duorre lang ear't hja in geskikte dei troffen en Haman wie hast al bang dat de goaden him net gunstich wiene. Earst yn 'e lêste moanne, de trettjinde dei, wiisden de tekens bêst. ‘Trettjin Adar’, suchte Haman, ‘dat duorret noch alve moanne!’ Mar hwat hindere it, dat er wachtsje moast, as er dan syn wraek mar krige!

Sa gau as it mei mûglikheit koe, bigoun er der oer tsjin de kening. Dat er forgrime wie op Mordechai en dat er dêrom dat

hiele folk útroegje woe, dat neamde er net; it moast de skyn hawwe dat it net om himsels, mar om 'e kening gyng. ‘Der is in folk, forspraet en ôfsûndere ûnder de folken fan jins keninkryk en har wetten binne oars as dy fan oare folken en de wetten fan 'e kening hâlde se net; it soe goed wêze dat hiel dat folk fordylge waerd, ear't hja tsjin de kening opstean en de frede brekke. En dat de kening der net skea fan hawwe sil - hwant dat folk is ryk en bitellet gâns bilêsting - sille wy tsien tûzen talinten sulver weage en yn 'e skatkist stoarte.’

Kening Ahasfearos lake breed. ‘Dat sulver haw ik gjin forlet fan, hâld dat sels mar en hwat dat folk oanbilanget: it is my goed’. En dêrmei naem er de gouden segelring fan 'e finger en joech dy oan Haman. ‘Meitsje sels dy wet mar’, sei er, ‘en set myn segel der ûnder; ik fortrou wol dat it sa it bêste is foar it ryk’. Doe bigoun er oer hwat oars to praten. Dat er in hiel folk oan 'e dea forkocht hie, in folk dat him neat dien hie en dêr't er neat mei hawn hie, dêr waerd er net oars fan.

En Haman liet der gjin gêrs oer groeije. Thús makke er mei syn freonen de deadswet op, in wet fan Meden en Perzen, dy't net foroare wurde mocht en ûnder it dokumint stimpele er it segel fan 'e kening. Yn 'e stins fan Susan lies er oan 'e skiuwers de wet foar: ‘.....om al de Joaden to deadzjen, to fordylgjen en to fordwaen, fan 'e jongste ôf oan 'e âldste ta, de lytse bern en de froulju, op ien en deselde dei, de trettjinde deis fan 'e tolfte moanne, dat is de moanne Adar en om al har hawwen en hâlden to rôvjen’. En de skriuwers oan de lange tafels skreauwen it sekuer op, yn alle talen dy't yn Perzië brûkt waerden.

Letter kamen de boaden fan 'e kening, namen elk in ôfskrift en rieden nei alle stêdden fan it wide ryk en oeral dêr't Joaden wennen, waerd de deadswet lêzen. Ek yn it lân fan Juda en yn 'e stêd fan Jeruzalem, dêr't de ballingen út Babel wennen om har nije timpel, plakten se it fonnis oan. Oer it âlde Godsfolk foel it donker skaed fan 'e dea...

Yn 'e stêd Susan rekke alles yn ûnstjûr. As dit hjoed de Joaden oerkaem, koe it moam in oar folk treffe! Hwa wie dan noch feilich yn it ryk fan Perzië? En yn 'e strjitten dêr't de Joaden wennen stie it wurk stil en wiene alle winkels ticht. Yn 'e huzen skriemden de memmen en op alle pleinen, de klean to-skuord en de roudoek om, sieten de mânljû yn in ring fan jiske. Hie de Heare dan syn folk forgetten en waerd dit de ein? Mar hwer wiene dan syn biloften en hoe kaem it dan mei de Messias, de kening dy't sitte soe op 'e troan fan David? Wie God dan àl in man dat Er leagenje soe? En heger heven se de hannen en lûder jammeren se, al lûder, al forheftiger, mar der wie gjin stim en God joech gjin antwurd...

En wilens, op 'e keningsstins, siet de kening mei Haman oan 'e dis. It iten wie bêst en de wyn smakke skoan. Bûten bearde it folk en skriemden de Joaden, mar hja sloegen it gjin acht. En stadich oan waerden se beide dronken...

Mordechai, de strider

MAR HWER, YN DIZZE SWIERE need, bleauwen de wizen fan Israël, de frommen en de bidders? Hja sieten to gûlen op 'e hoeken fan 'e strjitten en God wist dat der reden ta wie, mar koene triennen in folk rêdde fan 'e wrede dea? Wie der dan fan al dy Joaden to Susan net ien, dy't bitroude op God en op 'e takomst hope? Wisten se dan

noch net, de mannen fan Juda, dat Israël net ûndergean soe, dat dit folk net stjerre mocht? Sa lang as it wurd fan 'e profeten net neikommen wie, salang't de Messias der noch net wie, sa lang soe de Heare syn folk sparje. It hie wol faker tsjuster like, mar altyd as de need op it heechst wie, stie in rêdder ré en Mordechai leaude fêst dat it nou wer sa gean soe. Hysels wie mar in gewoan man, sûnder jild en macht, mar as it wêze moast, doarst er de striid tsjin Haman oan. God soe him helpe, dy God by hwa't útkomst is tsjin 'e dea. En as der dan gjin forlosser opstie om it folk to rêdden, gjin profeet om it moed yn to sprekken, dan soe hy sels to wurk.

Der wie ien ding dat er dwaen koe: nei Ester tagean en har opdrage om nei de

kening ta. Sels soe er net talitten wurde yn it keningshûs, mar Ester wie keninginne en Ahasfearos wie wiis mei har. Allinne Ester koe it weagje en gean yn 'e pleit foar har folk. En wylst er troch de strjitten fan Susan roun, de swarte rou-doek om, de bûnte mantel skuord, kaem de hope yn him boppe. Koe it ek ris wêze dat God der in doel by hawn hie, doe't er Ester sette op it plak fan Fasti? Wie hja faeks de iene dy't it âlde Godsfolk rêdde moast út 'e hân fan 'e wrede Haman? It soe de earste kear net wêze dat God al in helper útsjoen hie, lang foar't de fijân tasloech.

By de bûtenpoarte fan it keningshûs bleau er stean en wachte; fierder mocht in man dy't rouklean oan hie net komme. De kening soe him treffe kinne en dat soe gjin foech jaen: Ahasfearos woe allinne bliere gesichten om him hinne ha. It duorre net lang, doe seagen de tsjinners fan Ester him en fortelden dat Mordechai yn 'e rou wie. Hja stjûrde daliks in keamerhear mei mantel en mûtse; dy moast er oan dwaen oer de rou-klean hinne en dan troch de poarte komme. Mordechai wegere; hy koe net earder oare klean oan dwaen, as Ester moast bilove dat hja him helpe woe.

Ester waerd der kjel fan; it wie dus wol slim dêr't har neef om roude. En wer stjûrde se Hatach, har fortroude tsjinner, nei de poarte ta; hy moast freegje hwat der oan skeelde en hwat hja dan dwaen koe. Yn koarte wurden lei Mordechai alles út, neat forswijde er en mei alle klam lei er Ester op om nei de kening to gean en genede to freegjen foar har folk.

De jonge keninginne waerd bleek doe't hja it boadskip hearde. Dat in man as Haman soks bitinke koe, dêr koe men ynkomme, mar foun de kening dan alles mar goed? En tsjin har hie er der mei gjin wurd oer praet! O, hja woe wol graech nei him ta, hja soe foar syn troan delfalle wolle en freegje om har libben en om it libben fan har folk. Mar Ahasfearos rôp har de lêste tiden noait mear; yn in moanne hie se al net by him west en út harsels koe se net gean. De wetten wiene strang op 'e stins to Susan en elk dy't sûnder tastimming nei de kening gie, waerd fuortdaliks deade, of it moast wêze dat de kening him de gouden skepter tastiek en syn libben sparre. Mar dat barde net faek en yn elk gefal koe men dat yn it foar net witte. Né, hja koe it der net op oan komme litte en weagje har jonge libben. Hatach moast daliks nei Mordechai ta en it him útlizze; hoewol: hy wist it ek wol, dat it net mocht.

Mordechai koe der skoan ynkomme dat Ester net doarst: hja wie jong en moai en hja woe noch net stjerre en as it net om syn folk en om syn God west hie, dan soe er it har ek net oplein ha. Mar nou koe it net oars, hja moast it weagje. Hja wie keninginne en neffens de wetten fan Perzië stie se fier boppe him, mar hja wie ek syn oannommen dochter en neffens de wet fan Mozes moast se dwaen hwat hy sei. Dat Hatach moast it har goed oansizze: hy, Mordechai, frége net oft hja it dwaen woe: hy lei it har op! En dan, hja moast goed bigripe dat hja net foar it folk allinne gyng, mar ek foar harsels. Hja wie Joadinne en foel ek ûnder de deadswet; en as hja nou har libben net weage, dan soe se dochs de trettjinde Adar noch falle. En soe it ek net sa wêze, dat God har krekt hjirom roppen hie ta har hege steat?

De jonge Ester fielde dat Mordechai gelyk hie en dat hja net wegerje mocht. ‘Ik sil gean’, sei se moedich, ‘mar rop dan alle Joaden to Susan gear en fêstje en bid dizze trije dagen. Wy, myn fammen en ik, sille ek ite noch drinke en de tredde deis, de moarns, sil ik gean. En as de dea der yn bigrepen is, dan is it net oars! Moat ik omkomme, dan kom ik mar om’.

De trije dagen wiene omgien mei bidden en suchtsjen, sûnder iten deis en sûnder sliep de lange drôve nachten. En nou, de moarns fan 'e tredde dei, risten de fammen Ester ré ta de swiere gong. Hja wie net bang mear, de jonge keninginne. It gyng om har folk en yn 'e stêd fan Susan wiene alle Joaden yn it gebet ta God. Dat jowt moed, to witten dat der foar jin bidden wurdt. En sa gyng se dan troch de brede gongen en oer it wide binnenplein. Foar har wie de iepen doar fan 'e keningsseal en oan 'e oare ein, op 'e hege troan, siet kening Ahasfearos. Út it fûle sinneljocht kaem se yn 'e koele, hege seal. It hert sloech har, mar hja bleau net stean. Nou wie se sa ticht by dat hja alles sjen koe: it goud fan syn diadeem, it poarper fan syn mantel, it swart fan syn machtich burd. As er nou

de hân forweegde soene de wapene wachters taspringe en har de seal útbringe, har lêste ierdske reis... En doe seach se dat de hege hearsker glimke en har de gouden skepter tastiek. In sekonde stie it hert har stil, doe bounze it mei fûle, blide slaggen. De skepter... Dus, hy skonk har dochs it libben! O goede, goede kening... Mei flugge stappen roun se op him ta en roerde it goud fan syn skepter oan. It wie as kaem syn lûd fan fierrens wei: ‘Sprek, Ester, hwat is der oan en hwat is dyn forsyk? Al wie it de helte fan myn keninkryk, it sil dy jown wurde.’

Strak seach er har oan en wachte op har antwurd. Noch noait hie er har sa earnstich sjoen, noch noait sa bleek en faeks noch noait sa moai. It moast wol in wichtige saek wêze, dat hja har skoander libben weage. En dêrmei hearde er Ester sizzen: ‘Ik bin kommen om to freegjen oft de kening dizze middei mei syn tsjinner Haman komme wol op 'e mieltyd dy't ik rémakke haw?’

In skaed loek oer it gesicht fan 'e kening. Wie dat nou in ding dêr't in jonge frou har libben by opsette koe? En tagelyk bigriep er it: hja woe har fraech net dwaen dêr't alle hovelingen by stiene; strak as hja trijerisom oan tafel leine, soe hja alles sizze. Sa lang moast er tiid dwaen. Hy knikte freonlik en sei dat hja graech komme woene. En wylst er har fuortgean seach - nou net allinne mear, mar yn in rounte fan keamerhearen! - tocht er hwat Haman der by moast en dat er al sa laef allinne by har ite woe. Sa folle hie se oars net mei Haman op, dat hie er wol oan har fornommen. Hja soe dochs gjin klacht tsjin Haman hawwe? Mar dat wie ûnmûglik! Haman koe it net gau by him bidjerre, mar hy soe it net weagje en liz de keninginne hwat yn 'e wei! Hy wonk in tsjinner. ‘Siz tsjin Haman dat er him klearmakket foar it miel by Ester’. It wie as klonk it sa freonlik net as oars, as er Haman syn namme neamde...

Dy middeis yn 'e keamer fan Ester liet Haman him de spizen goed smeitsje. It hie der soms oan dat er hearde hwat de keninginne sei, sa bliid en sa greatsk wie er. Dat him nou fan alle mânlju op 'e stins dizze eare barre mocht! Net de kening allinne hie him heech, mar nou ek Ester noch. En hy glimke forhoalen, doe't er bitocht dat er har yn it earst wol ris koel en út 'e hichte foun hie!

Mar kening Ahasfearos, krekt oarsom as syn freon Haman, hearde wol nei syn jonge frou. Hy hie noait tocht dat hja sa mei forstân oer alles prate koe, oer dingen dy't er sels mar amper mear wist. Miskien hie er Haman dit lêste jier dochs to-folle baes litten; dy hie hwat oer him, dat er gau to fier gyng. En fan Ester gyngen syn eagen wer nei syn freon en sûnder dat er it wist luts er syn foarholle yn tearen. Haman seach it net ienris, mar it ûntkaem Ester net.

En doe't it miel birêdden wie en de tsjinners de wyn opdroegen en doe't Ahasfearos frege hwat Ester to sizzen hie, sei se smeekjend: ‘As ik genede foun haw yn 'e eagen fan 'e kening, lit de kening dan moarn jitris mei Haman komme op 'e mieltyd dy't ik rémeitsje sil: dan sil ik moarn dwaen neffens it wurd fan 'e kening’. Bang seach se nei him. Hoe soe er dit nimme? It wie hast to stûf en lit him noch in lange dei wachtsje, mar hja hie wol murken, dat er oan Haman bigoun to twiveljen en it koe gjin kwea, dat er dêr noch in dei oer neitocht.

It foel Ahasfearos al ôf. Nou wist er noch neat mear as de moarns, mar hy woe it har ek net wegerje. It like har àl swier to fallen om him in gunst to freegjen! Wist se dan net hoe graech't er har helpe woe? Doe sei er freonlik: ‘Wy sille moarn jitris

komme, Haman en ik’. En dan soe er har bigearen dwaen, en mear noch as har bigearen, as it yn syn macht stie!

Dyselde jouns, mei greate stappen, gyng Haman, de freon fan 'e kening, nei hûs. Hjir soene syn frou en syn freonen fan opharkje, dat er by de keninginne iten hie en dat er op moarn al wer to harres bean wie. Der wie gjin ein fan syn eare en macht! En doe, wylst by de poarte alle wachtsoldaten bûgden, seach er Mordechai stean, rjocht en stram njonken al dy kromme rêggen. Hy biet op 'e tosken. Nou bûgde dy forflokte Joad dus noch net! Hoe doarst er it weagje! En dan in man dy't al mei de dea yn 'e sandalen roun! Hy taestte nei de dolk yn 'e brede gurle. Ien stjit... Mar doe bitocht er him. Hy, de hege Ha-

man, de twadde yn it ryk fan Perzië, koe gjin rûzje meitsje mei in tsjinstfeint! En noch hurder roun er om dizze skande to forjitten.

Thús, by syn frou Seares en syn hege freonen, die er it bliid forhael. Hja heinden him de wurden suver út 'e mûle. Sok in freon, dy't sa by de kening yn 'e gunst stie, mocht men wol yn eare hâlde. En doe ynienen, midden yn syn forhael, hâldde Haman op. ‘Mar hwat jowt my keningsgunst en eare en macht, salang't dy Joad Mordechai net foar my bûge wol?’ Syn gesicht, dat niist noch blonk fan blidens, wie forlutsen fan grime.

De freonen en Seares laken. Mar dat wie dochs fêst to gek, dat in man as Haman gjin wille mear ha soe, allinne om sa'n Joad! De trettjinde Adar gyngen alle Joaden der oan, mar dêrom koe dy iene wol earder dea-dien wurde. ‘Gean moarnier nei de kening en freegje frij om Mordechai op to hingjen. En lit de slaven dan fannacht in peal sette yn it tún, in peal fan fyftich jellen, dan hinget er heech en dan kin de hiele stêd sjen hoe't it de fijannen fan Haman ôfgiet! En as dy Joad dan oan 'e peal hinget, moarnier noch, gean dan de oerdeis fleurich nei it miel by Ester.’ De greate Haman koe wer laitsje. Dat er dêr net earder op sind hie! Fansels soe de kening it him net wegerje. Moarnier soe Mordechai, dy't net bûge woe, hingje op 'e skerpe peal en op 'e stelde dei yn 'e toìfte moanne gyng hiel dat folk ûnder. En wylst hja, oan't yn 'e nacht op, swetsten en sûpten, setten de slaven de deadspeal op...

Nei de koarte sliep wie er al ier wer wekker. Noch noait hie it moarnsbrea him sa skoan smakke. Doe roun er stadich nei it keningshûs; it wie winliken noch gjin tiid, mar thús hie er dochs gjin rêst mear. Mar hy wie noch mar krekt yn it foarhôf of der kaem al in boade op him ta. Oft er daliks komme woe? De kening wachte!

Haman glimke. Sa ier koe hy net komme of der wie forlet fan him! As er witten hie, de greatske Amalekyt, hwerom't de kening him sa gau al to wurd woe, soe er net lake ha...

Ahasfearos

KENING AHASFEAROS HIE SUVER net sliept dy nachts; hy moast al mar wer oan Ester tinke. Hwat skeelde der dochs oan mei har en hwat woe se mei Haman? Hy soe dochs neat dien ha, dat de keninginne har nei naem? Hy wist mar kwealik hwat Haman ûtfierd hie dit lêste jier! Hy hie him noait dy segelring jaen moatten: net elk is macht en heechheit fortroud! It waerd tiid dat hy, Ahasfearos, sels de leijen wer naem. En ear't er moarn nei Ester gie, woe er alles neigean hwat der bard wie op 'e keningsstins; hy koe it him foarlêze litte út it kronykboek.

It wie al let, doe't er yn 'e sliep foel en de moarns ier-en-bitiid wie er al wer wekker. It hie ek gjin sin dat er langer lizzen bleau: hy koe syn tiid better brûke. Biret riisde er oerein en gyng der ôf. De keamerhear-fan-'e-nacht kaem yn tûzen haesten út 'e oare keamer. ‘It is noch gjin tiid, kening...’ Ahasfearos glimke. ‘Lit in foarlêzer komme’, sei er, ‘mei it kronykboek fan dit lêste jier.’ Dêr hie er nou suver sin oan, om alles noch ris to hearren hwat der dizze lêste moannen bard wie.

It wie stil yn 'e keninklike sliepkeamer; allinne de lampen forweegden en, op 'e wite muorre, de machtige, donkere skaden. Troch it wiid fortrek gyng it kleare, jonge lûd fan 'e lêzer. Hy lies it forhael fan 'e beide wacht-offisieren dy't in oanslach dwaen

woene op 'e kening. Hja wiene beide ophongen. AI sachts!... En de Joad Mordechai, dy't yn 'e poarte stie, hie it komplot útbrocht... En dêrmei sloech it forhael yn hwat oars.

De kening hie stil sitten to harkjen. Nou wist er alles wer! ‘Slaen neat oer!’ sei er koart. ‘Hwat lean hat Mordechai krige, hwat amt is him jown?’ De lêzer bûgde oer it skrift. Né, hy koe der neat mear oer fine. Yn dyselde tiid waerd Haman forhege, mar fan Mordechai stie der neat. Ien fan 'e keamerhearen riisde oerein. ‘Mordechai sit noch altyd yn 'e poarte, krektlyk as doe!’

Ahasfearos tocht djip nei. Dus Mordechai hie him it libben rêdden en der wie him gjin eare dien. Sels gjin wurd fan tank stie der biskreaun! En Haman wie doe forhege. Altyd Haman! De holle stie der

him net nei, om noch mear oer Haman to hearren. En dy saek mei Mordechai, dat soe nou fuortdaliks yn oarder. In heech amt moast er hawwe, eare en jild. Sa'n man hearde net yn 'e poarte.

En doe seach er op. ‘Der is sa ier noch gjin riedshear yn it foarhôf, tink?’ In hoveling bûgde. ‘Ik haw niistkrektsa Haman kommen sjoen’. Fansels! Dy skynde to mienen dat it sels nachts net bûten him gean koe! Mar yn dizze saek koe Haman him net riede. Dy tocht to folle oan him sels. Of stil... As er Haman dochs dy fraech foar lei, mar sûnder in namme to neamen? Dat soe er dwaen. It soe him ris binije hwat er dêr fan makke. ‘Rop Haman’, gebea er koart.

De feinten seagen elkoar oan. Nou soe it moai wurde. Mordechai wie syn greatste fijân en nou soe er rie jaen moatte hoe't de kening him earje soe. En de kening wist fan dat alles neat! Hja forhâldden har suver de lea om net to laitsjen.

En dêr wie de greate Haman al, de freon fan 'e kening. Hy glimke swiet doe't er de moarnsgroet brocht. De fraech: Sil ik de Joad Mordechai spytse op 'e peal yn myn tún, baernde him op 'e tonge. Mar hy wist to goed hoe't it hearde: earst soe de kening syn fraech dwaen moatte.

‘Haman’, sei de kening earnstich, ‘der is in man to Susan, dy't ik op it heechste earje fol, mar ik wit net hoe. Jow my rie hwat men dy man dwaen sil, mar it moat hwat bysûnders wêze, hwant ik haw him tige heech’.

Djip tocht Haman nei oer dy frjemde fraech. It koe net oars, dy man dy't de kening op it heechste earje woe, dat wie hy sels. De kening woe him in deugd dwaen, mar hy koe neat bitinke dat greaternôch wie, dat nou mocht er it sels sizze. Yn elk gefal gjin jild; dat hie er genôch. Gjin amt: hy hie it heechste al. En gjin titel; der wie yn it ryk fan Perzië gjin heger as dy't hy fierde. Der wie mar ien ding dat him it freegjen wurdich wie, mar ien ding dat er noait hawn hie en mar ien moarnsskoft hawwe mocht: keningseare. Ien koart skoft soe er wêze as Ahasfearos sels! En mei in djippe bûging sei er: ‘Dy man, o kening, oan hwaens eare de kening gefallichheit hat, dy sil men it keninklike kleed oan dwaen, de mantel dy't jo sels droegen hawwe en men sil him ride litte op jins eigen hynder, it hynder mei de keninklike kroan op 'e kop, en ien fan jins heechste tsjinners sil foar him ûtrinne en oan ien wei roppe: ‘Sa wurdt der dien oan 'e man yn hwaens eare de kening gefallichheit hat’.

Hy swei en twong syn gesicht yn in dimmene ploai. Mar wilens sloech him it hert fan greatskens. Hy seach himsels al sitten, heech op it wite hynder; hy seach de minsken al delf allen op 'e strjitten; hy seach al in hege minister rinnen foar syn hynder út...

En wer hâldden de feinten de siken yn. O domme, dryste Haman! Miende er nou werklik, dat de kening him bidoelde? Hwat soe er raer opharkje. En hja gunden it him sa...

Kening Ahasfearos lake net. Nou wist er dan hwat foar man syn freon Haman wie. En lûd, mei de klam op elk wurd, sei er: ‘Helje fuortynienen dat kleed en dy kroan en dat hynder en doch dat alles oan 'e Joad Mordechai, dy't yn 'e poarte sit, mar tink der om, forjit net ien wurd fan alles datstû sein hast’.

En dêr stie de machtige Haman en it wie oft er net fan it plak komme koe, oft er gjin macht mear yn 'e skonken hie. Dit koe de kening dochs net miene, dit wie dochs mar in grap? Né, hy soe syn fraech net dwaen, nou net en letter net, mar syn deadsfijân op it heechste earje, dat koe er ek net. Smeekjend seach er nei de kening op. Mar Ahasfearos sei strang: ‘Gean en doch hwat ik hjitten haw!’

De greate Haman gie de keninklike sliepkeamer út, de holle djip foardel in brutsen man. Dit moarnsskoft wie it bitterste fan syn hiele libben. As er doarst... Mar hoe soe er it weagje en stean tsjin de kening op? En mei de haet yn it hert helle er Mordechai op en bûgde foar de Joad, dy't net bûge woe. Doe sloech er him de poarperen mantel om en holp him op it keningshynder. En sa rieden se oer it wide plein en troch de smelle strjitten; Mordechai heech op it wite hynder en Haman der foar, yn it stof fan 'e wei; en al mar rôp er: ‘Dit is de man yn hwaens eare de kening gefallichheit hat!’

En yn 'e fierte, heech boppe de huzen fan 'e stêd, stie de peal fan fyftich jellen, de peal dêr't de Joad Mordechai wol noait oan hingje soe. De greate Haman wie bigoun

‘Üs bineaider en deadsfijân, o kening, is dizze falske Haman!’

to fallen, de stjer fan Mordechai gyng omheech...

Yn it hûs fan Haman wachten syn frou en syn freonen en seagen út oft er nou noch net kaem mei dy Joad, dy't hingje moast. De kening soe it dochs net wegere ha? Mar dat koe net: Ahasfearos die alles dat Haman frege.

En doe seagen se him kommen: Haman allinne, sûnder soldaten en sûnder fijân. Mar hoe roun er sa stuitlich en hwerom hie er in swarte rou-doek om? Dit wie net bêst! En allegearre skikten se om him hinne en hearden nei it drôf forhael. Hy fortelde alles: hy koe it net ienris swije; alles dat er dy bittere ûren forkroppe hie, moast er nou ûtsizze. Syn frou en de freonen soene him treaste en syn skande mei drage.

Mar de freonen fan Haman tochten der net oer om him to treasten. To-mûk seagen se elkoar oan; hja mochten wol oppasse dat hja net mei him yn ûngenede foelen. Syn eare en syn gloarje, dêr hiene se har part fan mei-hawn, mar syn skande dêr woene se net yn diele. En spitich seine se: ‘As jo al bigoun binne to fallen foar dizze iene Joad, dan wurdt it ek neat mei ús plannen foar de trjettjinde Adar’.

En wylst hja noch praetten oer dy smaedlike tocht troch de strjitten fan 'e keningsstêd, kloppen de boaden fan 'e kening al op 'e doar. Tocht Haman der wol om, dat it tiid wie om nei Ester ta? Suchtsjend sloech er de bûnte mantel om en mei in swier moed gyng er op 'e nij nei it keningshûs. Troch al de illinde fan dizze moarn hie er dy mieltyd forgetten... En hwat hie er der bliid mei west, de dei fan juster!

En wer sieten se oan 'e dis, de kening en Haman en de jonge keninginne. Dizze kear smakke it iten him net; it gesicht fan 'e kening stie strak en sels Ester seach him soms sa frjemd, hast driigjend oan. Yn 'e prachtige keamer hong in frjemde spanning.

En wer, nei't de tsjinners de wyn opdroegen hiene, sei kening Ahasfearos: ‘Hwat is nou dyn bea, Ester, en hwat is dyn forsyk? Hwant it sil dy jown wurde, al wie it de heite fan myn keninkryk’. Oer de tafel hinne seach Ester nei har man; yn har donkere eagen stiene de triennen. En doe forgeat se alles om har hinne en lûd en hertstochtlik pleite se foar har earme folk: ‘As ik, o kening, genede yn jins eagen foun haw, lit my dan it libben skonken wurde op myn bea en it libben fan myn folk op myn forsyk. Hwant wy binne forkocht, myn folk en ik sels, om fordylge to wurden. Hie men ús noch as slaef forkocht, ik soe der oer swijd hawwe, hwant dat leed soe it neamen net wurdich west ha, by de skea dy't de kening lije soe’.

Haman wist sa gau net hwat er hearde. Hwat bitsjutte dat allegearre? Hwa woe it libben fan Ester nimme en de hân opheevje tsjin de keninginne? Hy seach har oan en yn har donkere eagen lies er de gleone haet. ‘Myn folk en iksels...’ En tagelyk bigriep er alles. Hja wie in Joadinne, dizze jonge frou en hy, yn syn bline haet, hie ek oer har it fonnis strutsen! Nou wie alles forlern, nou gyng it om syn eigen libben!

Njonken him, strang en twingend, sei de kening: ‘Siz it my Ester, hwa is de man dy't dit dien hat?’ Doe stiek Ester de hân út en wiisde nei Haman. ‘Ús binearder en deadsfijân, o kening, dat is dizze falske Haman.’

Kening Ahasfearos sprong oerein fan 'e divan en roun de keamer út nei it tún. Hy koe it hjir net mear úthâlde mei Haman ûnder itselde dak, hy moast nei bûten, oars soe er himsels noch forjitte en slaen de hannen oan him. Mei wylde, driftige stappen fortrape er syn lilkens. Tusken de beammen en de bloeijende blommen bidarre syn fûlste grime. Doe kearde er him om; hy moast wer yn 'e hûs, nei Ester ta en rjochtdei hâlde oer dy dwaes dy't de hân opheve hie tsjin de keninginne en har folk. Yn syn

wylde woede tocht er der net iens oan dat hysels like folle skuld hie, dat syn namme en segel ûnder de deadswet stie... Doe't er de keamer ynkaem fleach him wer it bloed nei de holle. Op 'e divan fan Ester, de hannen oan har kleed, lei Haman. Stie er dan nearne mear foar, dy skurk? Woe er nou de keninginne oanrande yn har eigen hûs? Hy koe neat sizze, sa lilk wie er. Lûd stampte er op 'e flier en de tsjinners kamen de keamer yn. Op in wink fan 'e kening sloegen se de hannen oan Haman en sleepten him nei bûten. Ien fan harren sei noch: ‘Wit de kening wol dat Haman by syn hûs in peal fan fyftich jellen hat,

om Mordechai der oan op to hingjen?' En doe koe Ahasfearos wer wurden fine: 'Hingje him der sels oan! Daliks!' Doe brochten se him fuort, de brede gongen troch, oer it wide plein nei de poarte, dêr 't dizze kear de wachtsoldaten net mear bûgden...

Yn har keamer, hymjend en mei fonkeljende eagen, stie keninginne Ester. Hja wist wol dat Haman net fan doel wie om har kwea to dwaen, dat er allinne mar oer har divan hinne fallen wie om genede to smeekjen. Miskien, as hja it daliks sein hie, dat de kening him noch sparre hie. Mar Ester sei neat. Hja woe gjin goed wurd foar him dwaen by de forgrime kening. Haman hie de Joaden oan 'e dea ta hate, mar fûlder as ea in man syn fijân hate hat, hate dizze jonge frou. Alle leed dat er har folk oandien hie, alle eangst fan dizze lêste dagen, alle binaudens fan 'e Joaden yn it wide ryk fan Perzië, woe se wreke oan dizze Amalekyt. Dit wie har dei, de dei fan har wraek! Dat men ek jins fijân it kwea forjaen moat, dat wist Ester net...

En heech boppe de huzen fan 'e keningsstêd, op 'e skerpe peal, hong Haman, de fijân fan 'e Joaden. Yn 'e stille, ljochte nacht hong syn lyk tusken ierde en himel.

Trettjin Adar

NEI DE DEA FAN HAMAN JOECH de kening alles dat er hawn hie, syn hûs en fé en slaven oan Ester en dy joech it wer oan Mordechai. Hwant Mordechai de Joad die net mear syn needrich wurk yn 'e poarte, mar hy wie de earste minister wurden yn it plak fan syn âlde fijân. Ester hie forteld dat er har neef wie en dat er lange jierren as in heit foar har soarge hie en doe hie de kening him daliks helje litten en him it amt fan Haman jown. Dat nou hie Mordechai de gouden segelring fan 'e kening en nou bûgden de tsjinners foar him, de man fan Juda.

Mar mei al dy eare en rykdom wie it folk fan 'e Joaden net holpen. Noch altyd wie der de deadswet, dy't net foroare en net ynlutsen wurde koe. Dat Ester hie noch in kear nei de kening west en skriemend hie se frege oft er dy skriklike wet net wer ynlûke koe. Der moast dochs in wei wêze om har folk to rêdden? De kening hie har it libben skonken en har de gouden skepter tastutsen - twa kear nou al - mar hwat joech it libben har, as har hiele folk fordylge waerd? Moast dy wrede Haman dan noch winne nei't er stoarn wie?

Fansels koe kening Ahasfearos de wet net ynlûke; in kening yn Perzië koe alles dwaen, bihalve dat iene: in 'wet fan Meden en Perzen' foroarje. Mar Mordechai hie ommers de keningsring en der wie neat op tsjin dat er in nije wet makke. En sa wie it doe bard. Yn alle stêdden fan it greate ryk wie in wet bikend makke, dêr't yn stie, dat de Joaden de trettjinde Adar har fijannen ek deadzje mochten. De earste wet bleau fan krêft, mar elk bigriep wol dat de kening it nou mei de Joaden hâldde en gjin ien doarst mear it âlde folk oanfalle.

Doe't de trettjinde dei fan 'e tolfte moanne kaem, taestten de Joaden nei it swurd foar de lêste kampslach tsjin har falske fijannen. Hoewol, it koe hast gjin striid mear hite, hwant gjin ien doarst de wapens tsjin har op to nimmen en allinne al yn 'e stêd Susan foelen fiif hûndert man. Tsien soannen fan Haman wiene der ek by. De kening sels fortelde oan Ester hoe't it gien wie yn 'e stêd en frege oft hja faeks noch hwat to bigearen hie. De jonge keninginne wist mar al to goed hwat hja woe. Sa swier hie de binearing west, sa lang hiene de Joaden yn deadsnoed west en sa folle hie se sels weagje moatten om har to rêdden, dat mei dizze fiif hûndert deaden har wraek noch

net foldien wie. ‘Lit de liken fan Haman syn soannen ophongen wurde oan tsien hege peallen’, sei se, ‘en jow myn folk noch ien dei om mei de fijân ôf to rekkenjen’. En sa barde it doe: op fjirtjin Adar foelen der yn 'e stêd fan Susan noch trije hûndert deaden...

De dei dêroan, de fyftjinde Adar, wie it feest by de Joaden. Twa dagen hiene se bloed forgetten en noch leine de deade fijannen oer de strjitten fan Susan, mar it feest wie der net minder fleurich om. Moasten se net bliid en tankber wêze nou't God har fijân yn har hân jown hie, de deis dy't foar har ûndergong ornearre wie? Haman hie it lot wurpen om in goede dei

to finen en goed wie dizze dei wurden, mar net foar Haman! De heidenen wurpen it lot, mar de útkomst wie fan 'e Heare. En mei bitende spot sprieken se sûnt fan it Purim -, dat is: it Lottersfeest, en noch altyd hâlde de fromme Joaden dy dei en dat feest yn eare.

Mar ek wy meije bliid en tankber wêze dat God doe dy deis it âlde folk rêdden hat fan 'e dea. As Haman it woun hie, dan wie doe it folk fan 'e Joaden ûndergien, dan hie der gjin folk-fan-God mear op 'e ierde west, dan hie de Kristus net berne wurden út it âlde bounsfolk, dan hie der ek foar ús gjin redding west út sûnde en dea. De wrede Haman koe it net witte, mar dit wie in folk, dat net stjerre mocht, om't God der in doel by hie. Net om't hja sa'n bêst folk wiene, net om Mordechai, net om Ester hat de Heare útkomst jown, mar allinne om de eare fan syn greate Namme, om de takomst fan syn Soan.

Hwant de wegen Gods binne altyd wûnderlik: Hy brûkt in heidensk kening om syn heilsplan út to fieren; sûndige minsken moatte it paed slochtsje foar him, dy't sûnder sûnde is, en de fûle Ester, dy't har fijannen oant de dea ta hate, en dy't de deade soannen fan Haman noch oan it skande-hout brocht, moast de komst tariede fan Him, dy't oan it hout fan it krús noch foar syn beulen bidde soe...

Jeruzalem

SA WIE DAN IT ÂLDE GODSFOLK rêdden út 'e hân fan syn wrede fijân en salang't Ahasfearos libbe, hiene de Joaden it goed yn Perzië en doarst gjinien har to-nei to kommen. Doe't Ahasfearos formoarde waerd, folge syn soan Artasasta him op en waerd it foar de Joaden net better. Net dat har libben wer yn gefaer kaem, mar de ballingen yn Juda krigen dochs lêst mei de nije kening.

Lang nei't de nije timpel to Jeruzalem ynwijd wie, hiene de bern fan 'e ballingskip in bigjin makke mei de opbou fan 'e stêd. Kening Koares hie it har wol net opdroegen, doe't hja út Babel nei it âlde lân trieken en ek yn it brief fan Darius wie it net neamd, mar it hearde der by, tochten se. It koe dochs net altyd sa bliuwe, dat de hillige timpel fan God stie yn in iepen stêd, in stêd sûnder poarten en mei greate bressen yn 'e muorre, dêr't de fijân sa mar yntsjen koe! En fijannen wiene der genôch om Jeruzalem hinne! Noch altyd haten de Samaritanen it âlde folk en as hja net bang west hiene foar de kening, dan hiene se al lang in oanfal dien en de timpel fornield.

Mar al doarsten se de stêd dan net yn to nimmen mei geweld fan wapens, hja koene it dochs net litte om de Joaden sa folle mûglik tsjin to wurkjen. Mei help fan in heech amtner yn it Perzyske ryk tsjinnen se in klacht yn tsjin de mannen dy't de muorren fan Jeruzalem wer ophouden. De kening mocht wol oppasse, skreauwen se yn har brief, hwant dy stêd Jeruzalem hie altyd in opstannige, oerhearrige stêd west en as de muorren klear wiene en de sterke poarten der yn, dan hoegde de kening net to tinken dat er dêr oait wer bilêsting wei krige; ja, it koe wol bislaen dat er dan de hiele provinsje ‘Oer-de-Rivier’ foar altyd kwyt rekke.

Kening Artasasta liet daliks yn 'e âlde kroniken de skiednis fan Jeruzalem neigean en doe't bliken die dat it ienris, yn 'e tiid fan David en Salomo, de haedstêd west hie fan in machtich ryk, en dat de keningen fan Assyrië en Babel der faker as ienris tsjin optein wiene, joech er bifel, dat de bou fan 'e muorre opslach ophâlde moast. De tsjinst yn 'e timpel mocht trochgean, en de offers foar de kening moasten noch alle

dagen brocht wurde, mar de stêd sels moast bliuwe sa't er wie: gjin poarte mocht der ynset en gjin bres mocht tichtmakke wurde. It wie in slach foar de Joaden en de fijannen wiene bliid; der soe noch wol ris in tiid komme dat hja Jeruzalem ynnimme koene en in ein meitsje oan 'e macht fan dat greatske Joadefolk!

It wie sechstich jier nei de ynwijing fan 'e twadde timpel, dat der foroaring kaem en dat der in man opstie dy't it folk fan Juda wer nije moed joech en it sa fier krige dat Jeruzalem wer in sterke fêsting waerd mei muorren en swiere poarten.

Hy wie in man út it slachte fan Aäron en tige kundich yn 'e wet fan Mozes, dizze Ezra, de soan fan Seraja. Hy wenne yn 'e

keningsstêd, mar hy hie sa folle heard fan 'e ballingen to Jeruzalem en fan 'e timpel dy't hja dêr boud hiene, dat er it net langer úthâlde koe yn 'e frjemdte en de kening frij frege om nei it âlde lân to gean. Kening Artasasta hie der neat op tsjin; hy foun it wol goed, dat de mannen fan Juda de timpel des Heare noch moaijer en riker makken, en dat hja dy god dêr to Jeruzalem trou tsjinnen en hy joech Ezra opdracht om gâns goud en sulver mei to nimmen en om syn folk yn Juda de wet to learen. En net allinne dat Ezra werom mocht nei it alde lân, mar hy waerd lânfâd fan Juda en mocht safolle Joaden meinimme as der ré wiene om him to folgjen.

Dat sa kaem it dat de skriftgelearde Ezra, oan it haed fan in greate karavaen nei de stêd Jeruzalem triek; sa'n sawntjin hûndert frije mannen hie er by him en dan noch gâns in tal froulju en bern en slaven. De kening woe him noch in troep soldaten meijaen, om har ûnderweis to biskermjen, mar dêr woe Ezra neat fan witte: dy God dy't him yn it hert jown hie om op to tsjen nei de timpel, dy soe har ek biwarje op 'e lange, nuodlike reis. Ear't hja op mars gyngen rôpen hja earst de Heare oan; doe trieken se op en goed fjouwer moanne letter wiene se yn Juda.

It wie foar de ballingen yn en om Jeruzalem in great ding, dat Ezra kaem en sa'n great tal minsken meinaem. Hja waerden der sterker fan en bûtendat wie de nije lieder in kundich skriftgelearde, dy't har ûnderwize koe yn de âlde wetten en in ein meitsje oan gâns misbrûken. En dat er tige yn 'e gunst stie by de kening en sels in amt hie as lânfâd, makke har posysje foar de Samaritanen oer sterker.

It die ek al gau bliken, dat der noch wol hwat to dwaen wie foar in man as Ezra, dy't yn alles de Heare trou bliuwe woe. Al in moanne of hwat hie er syn wurk dien yn 'e timpelstêd, doe't er hearde dat gâns mânlju to Jeruzalem, sels fan 'e preesters en 'e Leviten, froulju nommen hiene út oare, heidenske folken. Ezra wie slim forslein; hy skuorde syn klean stikken en iet en dronk net en suver de hiele lange dei droech er rou om 'e sûnden fan syn folk. Hy bigriep net hoe't hja it dwaen koene: it wie sa dúdlik forbean yn 'e wet fan Mozes en sels in wiis man as kening Salomo wie troch syn frjemde froulju nei de tsjinst fan 'e ûngoaden lokke en wie der letter swier foar straft. En nou diene se it dochs wer, sa koart nei de bittere ballingskip...

Doe't it de tiid wie om it jouns-offer op to dragen en in greate kloft minsken om Ezra hinne stie, die er in ynlik gebet ta de Heare: hy die bilidenis fan 'e swiere skuld en smeke om forjowing fan it kwea. En sa'n yndruk makke dat bidden op it folk, dat hja sels by him kamen en seine dat hja ré wiene om al dy frjemde froulju mei har bern fuort to stjûren en sa de sûnde út har formidden út to suverjen.

Trije dagen letter wie alle man fan Juda yn 'e stêd en waerd der in greate folksforgearring hâlden. It wie krekt yn 'e reintiid en bang en beevjend, yn 'e kâlde reinfleagen, siet it folk op it timpelplein en harke nei de strange wurden fan Ezra dy't har oplei om al dy frjemde froulju werom to stjûren nei har folk. Op in pear nei forklearren se har allegearre ré, en der waerd goedfoun dat in kommisje út 'e âldsten elk gefal apart ûndersykje soe en as dy it opleine, dan soe elk dêrneffens dwaen en de frjemde froulju mei har bern fuortstjûre. It duorre lang ear't alles útsocht wie en it foel mannichien swier om frou en bern gean to litten, mar hja hâldden lykwols har wurd. Sa waerd, troch de strange lieding fan Ezra, de skriftgelearde, it folk fan Juda suvere en Gods grime weinommen oer Juda en Jeruzalem. En ek fierder, yn mannich oar ding, learde er syn folk om trou to wêzen yn 'e tsjinst des Heare en syn wetten en foarskriften to hâlden.

Doe't Ezra al hwat jierren to Jeruzalem west hie, kaem der op 'e nij in lieder út 'e fiere keningsstêd: Nehemia, de soan fan Hachalja, in skinker fan kening Artasasta. Hy hie heard dat it der net sa bêst foar stie mei de mannen fan syn folk en dat Jeruzalem noch altyd in iepen stêd wie, sûnder poarten en mei bressen yn 'e muorren en hy woe graech nei Juda ta om dat to foroarjen. Lang beve er der tsjin oan om de kening frij to freegjen, mar op in kear, doe't de keninginne der by siet, weage er it en God biskikte it sa, dat Artasasta him gean liet.

Mei in tankber hert gyng Nehemia de reis

nei de Godsstêd oan: Hy wie in man dy't wist hwat er woe en dy't him net gau ûntmoedigje liet en dat kaem him ek tige goed to pas by dit wurk. Op in nachtlike ynspeksje-tocht by de muorren lâns waerd it him dúdlik, dat der wol gâns fornield wie, mar dat alles ek wer yn koarte tiid yn oarder koe, as alleman meiholp en syn best die. Hy rôp it folk op en mei moed bigounen se it pún op to romjen en de bressen ticht to setten en sa hurd einde it, dat it like as soe yn in wike-mannich alles birêdden wêze.

Mar it wurk wie noch mar krekt goed op gleed of de tsjinstanners kamen opsetten: Sanballat de steedhâlder fan Samaria, Tobia de lieder fan 'e Ammoniten en Gezem, de Arabier. Mei bittere spot fregen se de boulju, oft hja nou echt mienden dat de muorren oait klear komme soene en oft hja faeks tsjin de kening opstean woene en ien fan har ornearre, dat de muorre wol sa sterk wurde soe dat in foks him omsmite koe. Nehemia steurde him net oan har húnjende tael en moedich sei er: ‘De God fan 'e himel, dy sil it ús slagje litte en wy, syn tsjinstfeinten, sille ús opjaen en bouwe...’

Doe't Sanballat en syn maten seagen dat de Joaden stil trochgyngen mei bouwen, bisochten se it oars en makken alles ré foar in ûnforhoedse oanfal op 'e stêd. Mar troch Gods goede gunst mislearre ek dit falske plan: Nehemia hearde der fan en sette syn wapene mannen by de bressen op wacht. De bou gyng troch, mar nachten oanien krigen se de klean net út en sliepten se mei it bleate swurd njonken har.

Noch wer letter skreauwen se him brieven om him de stêd út to lokjen en sels kochten se op in kear in man om, dy't in profeet hiet to wêzen, om Nehemia sa fier to krijen dat er de wet fan Mozes oertrêdzje soe en sadwaende by syn eigen folk út 'e gunst reitsje. Mar ek dizze oanslaggen mislearren en nei koarte tiid wie it hiele wurk ré en waerden muorren en poarten feestlik ynwijd.

Der wie greate blydskip yn stêd en lân doe't it sa fier wie. Nei lange, lange jierren wie Jeruzalem wer in feilige fêsting en koe gjin fijân de timpel mear binei-komme. Fansels, it like út 'e fierte noch net op 'e âlde gloarje fan David en Salomo; noch leine gâns huzen yn pún, noch wie Juda oars net as in stik fan it Perzyske ryk, mar ûnder lieding fan Ezra makken se in nij forboun mei de Heare en hja leauden fêst, dat der better tiden komme soene er lat de hearlikheit fan dit twadde hûs greater wurde soe as dy fan it earste.

En sa soe it ek ien kear komme, mar hiel oars as Ezra en syn mannen it har foarstelden. Gjin ierdske kening soe oait wer op 'e troan sitte yn dit âld Jeruzalem, gjin foarst fan Juda soe de skepter swaeije oer oare folken, mar Jezus Kristus, de soan fan God soe delkomme út 'e himel en stean yn dizze twadde timpel. En dàt soe de eare wêze fan dit Godshûs, dêr't de ballingen út Babel sa wiis mei wiene, dat it hinne wiisde nei dy tiid dat der gjin timpel mear hoegde to wêzen, dy't mei hannen makke is, mar dat de Geast fan God wenje soe yn 'e herten fan 'e minsken.

Mar der moasten noch ieuwen foarbygean, lange ieuwen fan striid en fordrukking, ear't it sa fier wie en ear't de tiid fan Jezus Kristus fol waerd.